De Hillige Histoarje. Diel 2. It Nije Testamint

Ulbe van Houten

bron
Ulbe van Houten, *De Hillige Histoarje. Diel 2. It Nije Testamint*. Met illustraties van Gunhild Kristensen. T. Wever, Franeker z.j. [1953]

Zie voor verantwoording: https://www.dbnl.org/tekst/hout014hill02_01/colofon.php

Let op: boeken en tijdschriftjaargangen die korter dan 140 jaar geleden verschenen zijn, kunnen auteursrechtelijk beschermd zijn. Welke vormen van gebruik zijn toegestaan voor dit werk of delen ervan, lees je in de gebruiksvoorwaarden.

dbnl digitale bibliotheek voor de Nederlandse letteren



Boek III: De Kristus

Tuskentiid
157

It wie fjouwer ieuwen lyn dat de ballingen fan Juda wer thús kommen wiene út it âlde lân en der wie gâns foroare yn 'e wrâld yn dizze fjouwer hûndert jier. It machtige ryk fan 'e Perzen - it sulveren keninkryk út 'e dream fan Nebukadnezar - wie ûndergien en in nije hearsker hie de folken ûnder syn skepter twongen: Alexander de Greate, kening fan Macedonië en Grikenlân. Hy wie noch mar jong - noch gjin fjirtich jier - doe wie er siik wurden en stoarn en it ryk dat er ophoud hie, wie yn fjouweren rekke. Egypte wie der ien fan en it keninkryk Syrië, itselde as it âlde Aram, mar folle greater en machtiger.

Mar al wie de greate kening der dan net mear en al koe it lytse Grikenlân gjin macht mear sette dat makke, it hie dochs noch bislach op 'e folken fan it Easten. Yn alle lannen suver tsjinnen de minsken de goaden fan Grikenlân, learden se de Grykske tael en liezen se de boeken fan 'e greate Grykske skriuwers en elk dy't hwat bitsjutte yn 'e wrâld, it koe neat skele hwer't er wei kaem of hwer't er wenne, naem de seden en gebrûken fan 'e Griken oer. It Hellenisme, sa neamden se dy Grykske biweging, en dy't der net oan mei die, wie net yn tel en gyng foar in rouwe barbaer.

Ek de keningen fan Syrië wiene fûle Hellenisten en binammen ien fan harren, Antiochus IV, doe't er Israël forovere hie, die al syn bêst om ek fan 'e Joaden echte Griken to meitsjen. Der wie yn syn ryk gjin plak foar sok in apart folk, dat mar fan ien God witte woe en dat sokke frjemde seden en wetten hie en hy lei har op om de ûngoaden to offerjen en de Heare ôf to swarren. Hja mochten de sabbat net mear hâlde, har lytse jonges net mear bisnije en fan tiid ta tiid moasten se yn 'e timpel fan Zeus forskine om offer-fleis to iten fan ûnreine dieren. Der wiene Joaden dy't net wegerje doarsten en har skikten nei de wrede kening, mar oaren bleauwen trou en stoaren leaver as de wet fan God to brekken. In freeslike forfolging briek los en mânlju en froulju, feinten en fammen, âlde minsken en jonge bern foelen ûnder de hân fan 'e Syryske beulen. En sels de hillige timpel to Jeruzalem wie net feilich foar de grime fan 'e heidenen: dei oan dei rikken dêr de offers foar de Grykske goaden.

Mar net altyd troch liet it âlde folk him traepje en fiif soannen fan in âlde preester - de Makkabeën waerden se letter neamd - gyngen de striid foar de frijdom oan. Lang duorre de bittere wrakseling en gâns Joaden joegen har libben foar de goede saek, mar hja setten troch en op it lêst rekke Jeruzalem wer frij en hiene de Syriërs neat mear to sizzen yn it lân fan Juda. In man út it slachte fan 'e Makkabeën waerd hegepreester yn 'e timpel en tagelyk kening fan Israël. It like, as wie de striid foargoed woun en soene de tiden weromkomme fan David en Salomo.

Mar dizze moaije dream duorre mar al to koart; de Makkabeën koene it net bolwurkje tsjin de fijân en rôpen de Romeinen yn it lân om har to helpen. To let seagen se yn, dat hja dêrmei har frijdom kwyt wiene. De Romeinen forsloegen wol de Syriërs, mar hja namen ek Israël yn bisit en setten der in kening oer, dy't net iens in Joad wie: Herodes, in man út it lân fan Edom.

Sa wie it âlde folk dan foargoed syn frijdom kwyt en swier woech de hân fan har nije kening. Hy wie wreed, dizze earste Herodes, en fûl bigien op eare en macht. Om mar kening to bliuwen, woe er alles wol dwaen hwat de Romeinen bigearden en altyd hie er noed, dat der noch ris immen opstean soe en him fan 'e troan stjitte.

Syn eigen famylje fortroude er net en syn eigen frou en in pear fan syn eigen soannen liet er formoardzje.

Hy bigriep wol dat it folk fan 'e Joaden him hate en om ek har gunst to winnen, liet er de timpel to Jeruzalem forbouwe, greater en moaijer as it earste Hûs west hie. Muoite noch kosten waerden sparre en

sa great waerd it wurk opset, dat it by syn libben net iens mear klear koe. Mar net allinne dat er de timpel boude, hy liet him ek ûnderrjochtsje yn 'e godstsjinst en de wetten fan Israël en yn alles die er, as wie er in echte Joad. Mar yn syn hert bleau er in heiden en joech er om God noch syn gebot en op syn reizen nei it bûtenlân joech er greate sommen ta de bou fan heidenske timpels.

It wie ûnder it regear fan dizze wrede Edomyt, dat to Bethlehem yn Juda, de Kristus berne waerd....

* * *

Dat it wie wol in swiere tiid foar Israël, dy lêste jierren foar de komst fan 'e biloofde Kening. It like wol, as hie God syn folk forgetten. Yn al dy ieuwen sûnt Ezra en Nehemia, hie der gjin profeet mear west; der wie gjin ien dy't mear in Godswurd krige of fisioenen seach, gjin ien dy't it folk oprôp ta de striid en in blider takomst wytge.

Hwant wol wiene der moedige, dryste keardels, dy't har net deljaen woene ûnder it frjemde jok en dy't har libben ynsetten foar de frijdom, mar dat wiene nou krekt net de fromme minsken en hja fochten mear út haet tsjin de fijân as út leafde ta God en Syn rjocht. It wiene rûge, wrede keardels, dy Seloten en hja swalken almeast fier fan 'e stêdden, yn 'e bergen en yn 'e bosken en hoewol't hja gjin slach op it iepen fjild weagje koene, diene se dochs de Romeinen gâns ôfbrek. Mar it barde ek wol, dat hja op 'e wegen de karavanen oanfoelen en ûnskuldige reizgers plonderen; hja moasten dochs libje en as it der op oan kaem haten se it eigen folk like fûl as de útlânske fijân. Hja forachten dy leffe, bidaerde boargers, dy't it lân bibouden en har affearen dreauwen en op 'e tiid de keizer syn skatting bitellen, en dy't net waerm to krijen wiene foar de goede saek. En mear noch as op 'e gewoane minsken, wiene se forgrime op 'e Sadduceën en de Farizeën, de lieders fan it folk.

De Sadduceën, dat wie de partij fan 'e rike preester-famyljes to Jeruzalem, dy't it mei de Romeinen hâldden en dy't út 'e hichte delseagen op it sljocht-wei folk en op 'e rûge Seloten. Ut har formidden bineamden de Romeinen de hegepreester en de measte hege amten wiene harres. Hja wiene tige krekt op 'e offertsjinst yn 'e timpel - dêr libben se nammers fan - mar fierder namen se it net sa nau: hja leauden net oan ingelen en net oan in opstanning út 'e deaden en net alle hillige boeken namen se foar wier oan. Hja hiene oan ien wei skeel mei de Farizeën, dy't al dy dingen wol oannamen en dy't bysûnder krekt wiene yn it stik fan 'e wet. Dat yn it Sanhedrin, de heechste rjochtbank yn Israël, dêr't meast Farizeën yn sieten, kaem it bytiden ta hege rûzje en al wie de foarsitter altyd fan 'e partij fan 'e Sadduceën, dochs moasten dy meastal bilies jaen om't it folk it meast mei de Farizeën op hie.

Hwant al wiene de Farizeën lang sa heech en fornaem net - de measten hiene gjin jild en moasten mei de hannen de kost fortsjinje - hja hiene wol ynfloed, ek al om't hja har net mei de Romeinen ôfjoegen en mear ûnder it folk kamen. It wiene meast tige gelearde minsken, dy't stúdzje makken fan 'e wet en mei ynmoed bisochten om der ek neffens to libjen. Hja leauden fêst, dat de minske allinne mar bihâlden wurde koe troch de wet to folbringen en dat de Heare net earder syn folk forlosse soe, as it moast him bikeare ta de wet fan Mozes en ta al de geboaden en ynsettingen dy't de wetgelearden der letter noch bymakke hiene. Mar dat wie stadich-oan sa'n systeem fan regels en foarskriften wurden, dat it gewoane folk der al lang net mear by koe; libje neffens de wet koene allinne de gelearden dy't der alle dagen yn studearren en dy wiene it ûnder inoar noch lang net altyd iens hoe't it krekt moast en hwat der perfoast net op troch koe.

Der wiene hûnderten dingen dêr't hja om tinke moasten en it kaem foaral tige krekt op 'e sabbat. Gjin echte Farizeër soe op 'e sawnde dei in fjûr oansette of in lampe útdwaen; it minste en geringste dat ek op 'e Snein wachtsje koe, wie forbean en it wie in greate sûnde om hwat fan it iene plak op it oare to dragen. It kaem sa fier, dat de sabbat, dy't God de minsken jown hie om to rêsten fan har wurk, net mear in blide feestdei wie, mar in krús dat allinne de sterksten drage koene. Ien kear hie de Heare op 'e Sinaï de wet oan Mozes jown, dat al dy geboaden en foarskriften dy't gjin minske alhiel hâlde koe, it folk ta Kristus liede soene, ta Him, dy't allinne it swierste fan 'e wet folbringe koe. Mar ynpleats dat de Farizeën lyts waerden ûnder de geboaden, hiene se fan de wet it ien-en-al, ja soms hast in soarte fan ûngod makke en wiene se greatsk en heechhertich, om't hja safolle better wiene as it sljocht-wei folk, as ‘de skare dy't de wet net wist....’

It sprekt fansels dat de Farizeën delseagen op 'e Sadduceën dy't yn mannich ding sa strang net wiene en dat hja neat hawwe moasten fan 'e wylde Seloten dy't it alhiel net krekt namen. En sa wie it folk fan Israël fordield, en dat yn in tiid dat hja as ien man stean moatten hiene tsjin 'e fijân. Sels yn dat iene, dat hja allegearre gemien hiene: de forwachting fan 'e kommende Messias, wiene se it net iens. Wis, hja hopen allegearre dat de Forlosser mei gauwens komme mocht, mar de Seloten wachten op in kening dy't har foargean soe yn 'e striid; de Sadduceën leauden, dat de Messias it mei har hâlde soe om't hja sa'n noed stiene fan syn timpel; de Farizeën dreamden fan in profeet, dy't hiel it folk bikeare soe ta de wet en dy't har leanje soe foar har drege trou.

Mar doe't er einlings kaem, de Soan fan God, om syn folk to rêdden fan it ivich fordjer - doe woene se him net oannimme, om't er oars wie as hja tocht hiene. De grime Seloten woene gjin kening hawwe dy't syn fijannen leaf hie; de hege Sadduceërs woene net bûge foar ien, dy't learde dat dizze timpel foarbygean soe; de strange Farizeën koene net leauwe yn in Messias dy't mei de sûnders iet en op 'e sabbat de siken holp. En doe, ien freeslike dei, hawwe se elkoar foun en stiene se meiïnoar tsjin him: de Sadduceën, de Farizeën en de Seloten en leveren se har kening út oan de heidenen, dy't him nagelen oan it krús. Hwant hy is kommen ta syn folk, lyk as it fan âlds biloofd wie, mar syn folk hat him net oannommen....

De Boade fan 'e Kening
158

Doe't dan de dagen fol wiene dat de Kristus komme soe, wenne der yn in stêd fan Juda in preester dy't Sacharias hiet. Hy wie al in man op jierren, mar hy die noch altyd trou syn wurk en hy en syn frou Elisabeth libben yn alles nei de wet fan Mozes. En net allinne dat hja alle geboaden en foarskriften tige krekt nei-kamen, mar hja hiene de Heare leaf út in oprjocht hert en wachten mei ynmoed op 'e Messias dy't komme soe. Twa of trije kear yn it jier, as syn ôfdieling oproppen waerd, teach Sacharias nei Jeruzalem om in wike tsjinst to dwaen yn 'e timpel en elke kear as it sa fier wie, wie er bliid en tankber; noait soarge er tsjin 'e reis oan, ek net nou't er âlder waerd en alles net mear sa maklik gyng.

Yn it stedtsje dêr't hja wennen koe elk de beide âlde minsken en om har frommens stiene se tige heech oanskreaun. Ien ding allinne koene de minsken har net bigripe: dat Sacharias en Elisabeth noait bern hawn hiene en soms tochten se, dat Elisabeth yn har jonge jierren in great kwea dien hie en dat hja dêrom gjin bern krije koe. De fromme preester fornaem wol hoe't der bytiden oer har praet waerd en hy en syn frou hiene der tige lêst fan; hoe slim, dat wisten mar inkelden yn it lytse stedsje. It wie net om't hja mear kwea dien hiene as oare minsken, dat dit leed har oerkaem: God joech har dit krús to dragen en de Heare jowt gjin rekkenskip fan syn dieden. Yn it earst fan har trouwen hiene se faek bidden om in soan, mar nou wiene se al sa âld, nou koe it dochs net mear; it soe gjin sin hawwe en bid der noch langer om. Nei gâns striid koene se har der nou ûnder deljaen en hja tsjinnen der de Heare net minder trou om.

Op in dei doe't Sacharias wer to Jeruzalem wie om syn wurk to dwaen yn 'e timpel, barde der hwat bysûnders: hy mocht it wiereek-offer bringe op it gouden alter dat yn 'e timpel, yn it hillige, stie. Elke moarn lotten de preesters derom, mar hwa't it ien kear troffen hie, lotte net wer mei: elk koe it mar ien kear yn syn libben dwaen en der wiene genôch, dy't der noait oan ta kamen. Sacharias, sa âld as er wie, hie it noch noait dien en soms tocht er, dat it net foar him wei lein wie; noait soe er in soan hawwe lyk as de oare preesters en noait soe er it greate offer opdrage yn Gods hûs.

Hy koe der suver hast net by, dy deis, doe't syn namme oproppen waerd en mei in bliid en tankber hert gyng er troch de hege poarte. Stil en skruten hast die er it hillich wurk en mei de blauwe wiereek-walm gyng syn gebet omheech, it gebet foar syn folk en om 'e komst fan de biloofde Messias. Noch noait hie er sa bidden as dizze blide dei....

En doe, wylst er klear wie om nei bûten ta, liet er noch ienkear de eagen gean oer it alter, dat er noait yn syn libben wer sjen soe. Hy bistoar it hast fan skrik: foar him yn 's skymrige keamer stie in blinkende ingel. It hert sloech him en syn hannen trillen. O, Heare God, tocht er, nou wie ik sa bliid en ik miende dat Jins grime fan

my ôfkeard wie, en nou stjûre Jo in ingel om bisiking to dwaen oer myn sûnden. It kaem net yn him op dat dy ingel, dy't dêr sa rêstich stie oan 'e rjochterkant fan it alter - de genede-kant, lyk as de preesters seine! - dochs ek wol in goed boadskip hawwe koe; hy tocht net oars, as dat er nou stjerre moast.

En dêrmei bigoun de ingel to sprekken. ‘Wês net bang, Sacharias, hwant dyn bidden is forheard: Elisabeth, dyn frou, sil in soan krije en dû silst him Johannes neame. En dû silst tige bliid wêze en folle minsken sille har oer dit bern fan jimmes forbliidzje. Hwant hy sil great wêze foar de Heare; gjin wyn noch sterke drank sil er drinke, mar hy sil fol wêze fan de Hillige Geast en hy sil foar de Messias útgean yn 'e namme en 'e krêft fan Elia en hy sil forskate fan Israëls bern bikeare ta de Heare, har God.’

De âlde preester stie stil en liet dy wûndere wurden yn him delgean. It hearde sa moai: hy en syn frou soene in soan ha en dy jonge soe in Nazireër Gods

wêze en letter, as er great wie, soe er as profeet stean yn it formidden fan syn folk. ‘Dû silst tige bliid wêze....’ hie de ingel sein. En hwa soe net bliid wêze, as jin soks oerkaem? Mar it koe fansels net, it wie ûnmooglik. Abraham en Sara destiids, dy hiene in soan krige yn har âlderdom, mar hwa doarst himsels to neamen njonken in man as Abraham? En twivelich, as immen dy't wol graech leauwe wol, mar net leauwe doar, sei er: ‘Mar hwer sil ik oan witte, dat it wier is, hwant ik bin al âld en myn frou Elisabeth is tige op jierren’. Fansels, as de Heare in teken die, dan soe er leauwe moatte, mar oars....

Doe antwurde de ingel, en syn lûd klonk suver strang: ‘Ik bin Gabriël, dy't foar Gods antlit stean en ik bin útstûrd om ta dy to sprekken en noch leaustû my net? Sjoch, de Heare sil dy in teken jaen dat al dizze dingen wier barre sille: dû silst stom wêze oan't de dei ta dat it bern der is, dêrom datstû myn wurden net leauwe woest, dy't dochs op 'e tiid folbrocht wurde sille’.

Doe't Sacharias wer opsjen doarst wie de ingel der al net mear. It alter stie noch krekt as to foaren, de wiereek wolke troch de gouden keamer, de sawn lytse lampen barnden, mar it wie him as hearde er noch it lûd fan 'e ingel, as seach er noch dat himelsk ljocht. En nou twivele er net mear, Elisabeth en hy soene in soan hawwe op har âlde dei, in soan dy't letter de heraut wêze soe fan 'e kommende kening. Nei al dy lange, swiere ieuwen soe nou de Messias komme en miskien soene syn âlde eagen him noch sjen! Hoe koe it dochs, dat er fuortdaliks net leaud hie? En hy wie noch wol in preester....

En dêrmei kaem it him yn't sin dat dêr bûten it folk op him stie to wachtsjen. Hja soene wis ûngerêst wurde en tinke dat der him hwat oerkommen wie, sa deun by dy strange, machtige God. Hastich gyng er nei bûten en heve de hannen op. Niist, yn it hillige, hie er har gebeden opdroegen oan God, nou soe er des Heare seine op har lizze. Mar mei dat er de mûle iependie, fielde er dat er net mear prate koe: it teken dêr't er sels om frege hie, wie him jown; it teken dat tagelyk syn straf wie. Hy krige in kleur en liet de hannen sakje; doe wiisde er nei syn mûle, dat er net prate koe en stadich roun er tusken it forhearde folk troch. Hja lieten him gean en fregen neat en bigriepen, dat er yn 'e timpel in gesicht sjoen hie. It wie dochs wol hwat: soun en goed wie er troch de poarte gien en nou wie er stom en koe gjin wurd mear sizze. It wie net maklik, in preester to wêzen fan sa'n machtich God! En dat syn antlit, nei sok in slach, noch sa bliid stie, faeks wie dat it frjemdste noch....

* * *

Doe't de wike om wie, gyng Sacharias wer op reis nei hûs; hy roun suver hurder as it om syn jierren koe, sa'n langst hie er om it greate nijs oan Elisabeth to fortellen. It wie spitich dat it net mounling koe. Hy wie àl binijd hwat hja der fan meitsje soe! En soe se it leauwe? It wie gjin blinkende ingel, dy't har de tiding brocht!

Mar doe't er it foar har opskreaun hie op it houten taffeltsje, trilderige wite letters yn 'e donkere waechs, lake se bliid en leaude alles. Hja frege net: Hoe kin dat nou? hja sei net: Ik bin al fierstento âld om bern to krijen, hja wist dat de Heare wûnders dwaen koe en twivele net. Mar dêrom wie it wol great en frjemd en hja fielde, dat it wol nedich wie om har klear to meitsjen foar alles dat oer har komme soe. Fiif lange moannen sûndere se har ôf fan'e minsken en kaem se nearne net en sels de neiste famylje en de buorlju fortelde se har geheim net. Dit wie to great en to hearlik om der mei ien oer to praten; as it sa fier wie soene se it fansels wol sjen. En gjin dei gyng der foarby, al dy blide wiken, dat har gebet net omheech gyng ta de Heare, Dy't har smaed wei-nommen hie en har blydskip great makke....

* * *

Seis moanne nei de forskining oan Sacharias kaem de ingel Gabriël wer út 'e himel del: nei't er de berte oan sein hie fan 'e heraut, soe er nou de komst oankundigje fan 'e Kening sels. Mar dizze twadde reis kaem er net yn Jeruzalem en net yn 'e timpel by it gouden alter, mar hy gyng nei Galiléa, dat ‘Galiléa fan 'e heidenen’, sa't de Farizeën it forachtlik neamden, nei in sljochtwei fanke út it folk, in jongfaem dy't Maria hiet en dy't forloofd wie mei in timmerman. En dizze Maria, sa great en ûnbigryplik binne de wegen Gods, soe de mem wurde fan de biloofde Messias.

Doe't Maria de ingel kommen seach by de doar fan har hûs, waerd hja net kjel lyk as de âlde Sacharias, en hja tocht net earst oan straf en oardiel. Hja seach wol frjemd op fansels, mar bang wie se net en hja wachte rêstich ôf hwat de boade sizze soe. Mar doe't de ingel foar har stie, net oars as in tsjinner foar syn kening, en doe't er earbiedich sei: ‘Groetenis, Maria, fol fan genede, de Heare is mei dy en seinge bistû boppe alle froulju’ - ja, doe naem se har dat wurd wol nei en hja lei by har sels oer, hwat groetenis dat dochs wol wêze mocht. It koe dochs net, dat de hege Heare har seingje soe boppe alle froulju en hja wie mar in gewoan fanke, net heech en net fornaem en net ienris ryk, al wie se dan ek út it hûs fan David, krektlyk as Jozef, dêr't hja mei trouwe soe. Mar ear't hja der op trochtinke koe, hearde se de stim fan 'e ingel wer: ‘Wês net bang, Maria, hwant dû hast genede foun by God. En sjoch, dû silst swier wurde en in soan hawwe en dû silst syn namme neame Jezus. Dy sil

“Groetenis, Maria, fol fan genede....”

great wêze en Soan fan God neamd wurde en de Heare sil him de troan jaen fan Syn heit David, en Hy sil oer Jakobs hûs kening wêze oan't yn ivichheit en Syn keningskip sil gjin ein fan wêze'.

Stil stie Maria dêr, djip yn tinzen, en hja bigriep, dat fan dizze ûre ôf ales oars wêze soe. Hja soe mem wurde en in soan hawwe en har bern soe tagelyk de soan fan 'e Allerheechste wêze. It wie to great om it to bigripen, dit koe se allinne mar leauwe, mar der wie ien ding dat hja freegje moast, hwant hja wiene noch net troud. En skruten, mei greate earbied, frege se: 'Hoe sil ik in bern krije, nou't ik noch gjin man haw!'

De ingel antwurde: 'De Hillige Geast sil oer dy komme en it bern dat berne wurd sil net fan dy en Jozef wêze, mar it sil de soan wêze fan God en dy. En sjoch, dyn nicht Elisabeth forwachtet ek in bern op har âlde dei en dat mei dy it teken wêze dat al dy dingen ek wier barre sille. Hwant by God sil gjin ding ûnmooglik wêze'.

Maria bûgde de holle. 'Sjoch, de tsjinstfaem des Heare: mei it my barre nei jins wurd.' Doe seach se hoe't de ingel de keamer útgyng en allinne bleau se efter. Hiel dy dei, wylst hja stil en dimmen omgyng, wie it har net út 'e gedachten. It wie sa ûnbigryplik en tagelyk sa hearlik, hwat har to wachtsjen stie: har lytse soan soe ek de soan fan God wêze, har bern en tagelyk har Hear.

En doe bitocht se dat it net allinne freugde wêze soe. Soene de minsken har leauwe, as hja fortelde dat har bern de soan wie fan God? Soene se net earder tinke, dat hja Jozef ûntrou wurden wie en it mei in oare man hâldde? Hwant nou't hja der oer neitocht, fielde se dat hja it dochs noait oan oaren fortelle koe: dit wie to tear, dit geheim wie to hillich om it to neamen. Dan moasten de minsken mar kwea fan har tinke, dan moasten se har mar smaedzje: ek dat soe se willich drage foar har bern. En Jozef.... Sels tsjin him koe se har net útsprekke; dit wie tusken God en har, to djip foar alle minskewurden. It wie wol swier. Hja hâldde fan Jozef en hy hie har leaf.... Hwat mocht er wol tinke, as er fornaem dat hja in bern forwachte, noch foar't hja troud wiene? Mar ien ding wist se nou al: hy soe har net to skande meitsje en har net oanbringe by de rjochter. En as hja it mei ynmoed frege, soe de Heare dan syn ingel ek net ta Jozef stjûre en him alles iepenbierje en soe er har dan dochs noch net ta syn frou nimme? Yn elk gefal moast se it oer jaen en bitrouwe dat de Heare alles goed meitsje soe....

En dan: de ingel hie sein dat ek Elisabeth, de frou fan Sacharias, in bern forwachte. Mar dan moast se nou daliks nei Juda ta. Miskien hie God it har dêrom wol iepenbiere, dat hja to-minsten ien hawwe soe, dy't har bigripe koe en dy't alles leaude. Hoe mear't hja der oer neitocht, hoe klearder hja har wei foar har seach. De Heare wist wol hoe swier dit geheim to dragen wie en sels rôp Er har nei it hûs fan Elisabeth. Hja soe der hinne gean en dêr bliuwe, sa lang oan't de lytse preester-soan berne waerd.

Hja makke alles ré ta de lange reis en naem ôfskie fan 'e húsgenoaten en fan Jozef; doe joech se har op 'en paed en reizge út 'er haest nei it berchlân fan Juda. Doe't hja kloppe op 'e doar fan it lytse hûs, wist se noch net hoe't hja it sizze soe. Mar doe't se har iependiene en hja op Elisabeth ta-roun, doe seach se, dat hja neat mear hoegde to sizzen, oars net as har blide groetenis. Elisabeth kaem har daliks to-mjitte en rôp: 'Seinge bistû ûnder de froulju, en seinge it bern fan dyn skurte. En hoe bart my dit, dat de mem fan myn Heare ta my komt?'

Maria waerd der stil fan. Dus alles wist Elisabeth al en neat hoegde se har mear út to lizzen. En doe ynienen foel alles by har wei: de wurgens fan 'e lange reis, alle soarch om Jozef, alle frees foar de minsken en fan in greate blidens tilde har it hert. Nou koe se net langer swije, suver fansels kamen de wurden op har ta en hja song

in lofliet ta eare fan God, dy't greate dingen oan har dien hie en dy't nou tocht oan syn folk....

* * *

Trije moannen bleau Maria yn it lytse stedtsje; doe kaem de tiid dat de soan fan Elisabeth berne wurde soe en koe se net langer bliuwe. Mar yn dat bliid fearnsjier yn it gastfrij hûs, hie se moed opdien om alles to dragen dat oer har komme soe.

Fansels koe it net lang mear forhoalen bliuwe dat Maria in bern forwachte; de minsken yn Nazareth praetten der oer en sprieken der skande fan en sa waerd ek Jozef it gewaer. En doe die it bliken hoe great en djip syn leafde wie: hy forwiet Maria neat en foel der har net hurd oer, mar ynpleats makke er plannen om stil fuort to gean nei in oare stêd en sa, foar it each fan 'e minsken, alle skuld op him to nimmen. Mar op in nacht, noch ear't er fuort wie, kaem de ingel des Heare yn 'e dream by him en lei him op om Maria dochs ta frou to nimmen, om't hja him net ûntrou west hie. En ek dat hja de mem wurde soe fan Gods eigen Soan fortelde de ingel him en koart nei dy iepenbiering naem Jozef har ta frou. Nou wie alles wer goed tusken har en to-nei droegen se alles to-gearre: de freugde om it Bern dat komme soe, mar ek de smaed fan 'e minsken.

* * *

It nijs dat Sacharias en Elisabeth noch in jonkje krigen hiene op har âlde dei, fleach troch it berchlân fan Juda; yn alle doarpen en stêdden praetten de minsken der oer. It moast wol in bysûnder bern wêze,

tochten se, dat sokke âlden hie en hja twivelen der net oan, of hy soe ien kear in great profeet wurde. Syn heit hie doe yn 'e timpel nammers ek al in gesicht sjoen, in gesicht sa freeslik, dat er stom wurden wie fan 'e skrik. En nou dit wer....

Dat op 'e achtste deis, doe't it jonkje syn namme krije soe en syn heit him bisnije moast, wie der gâns famylje en kunde oerkommen om it bern to sjen en de âlde minsken lok to winskjen. Hja gunden it har sa, dizze lette blydskip en hja skammen der har suver oer, dat hja wol ris forkearde dingen fan Elisabeth tocht hiene.

Foaral de froulju bearden wakker oer de jonge soan en al gau fregen se hoe't er kaem to hiten. Sacharias, fansels, nei syn heit, hwant dy wie al sa âld; as er nou net forneamd waerd, soe it wol neat mear wurde. Elisabeth glimke. It hie wol moai west as de lytse jonge syn heite namme drage mocht, mar dat koe nou ien kear net: de ingel hie it oars bisteld. En koe men moaijer namme bigeare as Johannes, ‘de Heare is genedich’? En earnstich sei se: ‘Né, wy hawwe bisletten, myn man en ik, dat er Johannes hite sil.’ De froulju wisten net hwat hja hearden. Mar dy namme kaem ommers yn 'e hiele famylje net foar? It bigreate har suver om 'e âldman, dat dy nou noch net forneamd wurde soe! Mar hja woene it him sels earst noch freegje; hy soe it fêst wòl moai fine. En as Elisabeth dan net wizer wie....

En allegearre stiene se om 'e âlde preester hinne, doe't er it skriuw-taffeltsje naem en nei de griffel taestte. Nou kaem it, en dy't it tichtst by him stiene, liezen oer syn skouder mei. Dizze kear trillen him de hannen net, doe't er de letters skraste yn it waechs: ‘Johannes is syn namme!’ De froulju seagen forheard fan 'e iene op 'e oare, mar ear't hja der tsjin ynlizze koene, sprong Sacharias oerein. It taffeltsje foel him út 'e hannen en hy seach der net iens nei om; hy fielde dat er wer prate koe. ‘Wis’, rôp er, ‘hoe soe it bern oars hite as Johannes? De ingel hat it ommers sels sa bisteld!’

En tagelyk waerd de âlde Sacharias profeet en hy, dy't sa lang stom west hie, bigoun in lofsang to sizzen op 'e Heare, dy't sokke greate dingen dien hie. Alles dat er oertocht hie yn dizze lange, swijende moannen: al syn blydskip om 'e soan dy't er krige hie, alle freugde om 'e Messias dy't nou mei gauwens komme soe, sei er út yn dizze jubelsang. En net oer syn eigen bern spriek er it meast, en net fan de eare dy't God him en syn frou oandien hie; dat wie ek hearlik, mar it wie it fornaemste net. Mar dat de Heare nei al dy ieuwen om syn folk tocht hie, dat nou de langbiloofde kening komme soe, dat wie it allermoaiste.

Doe't dy jouns de gasten wer fuort wiene en de stilte wer foel yn it preester-hûs, tanken Sacharias en syn frou de Heare foar al syn genede en gunst oer har. Hja forgeaten ek net to bidden foar dat oare bern, dat komme soe: de soan fan Maria en tagelyk de soan fan God.

It Bern fan Bethlehem
159

En wilens, yn it stedtsje Nazareth, wachte Maria op 'e berte fan har lytse soan. Der gyng gjin dei foarby dat hja net om him tocht, gjin ûre dat hja net langst nei him hie. Sa fol wie se fan him, dat hja net iens acht sloech op hwat de minsken fan har seine; it wie as koe gjin smaed noch spot har deare, nou't hja de mem wurde soe fan Gods eigen soan.

En hoe soe se ek oer de praetsjes fan 'e minsken ynsitte, as der sa folle fragen wiene, dêr't hja gjin antwurd op wist? Hja wennen hjir nou yn Nazareth en Jozef hie hjir syn wurk, mar soms tocht se, dat it sa net bliuwe koe en dat hja nei Bethlehem forfarre moasten. Der stie sa'n wûndere tekst yn it boek fan 'e profeet Micha: ‘En dû, Bethlehem Efratha, lang net de lytste bistû ûnder de foarsten fan Juda; hwant út dy sil Hy fuortkomme dy't in hearsker wêze sil yn Israël....’ Op fêste tiden waerd

dat wurd yn 'e synagoge lêzen en hja hie altyd útlizzen heard, dat de Messias berne wurde soe yn 'e âlde Davidsstêd. It woe jin ek wol oan: de greate soan fan David soe to wrâld komme yn 'e selde stêd dêr't de jonge David mei de skiep oer de heuvels swalke en dêr't er jouns it koele wetter dronk út 'e welle yn 'e poarte. It moast in moaije stêd wêze nei't de minsken seine: in libbene, griene oase yn in wyldernis fan keale rotsen. It soe ek net iens sa frjemd wêze as hja der hinne teagen: beide Jozef en sy, wiene se út it slachte fan David. Syn famylje hie der noch it iene of oare bisit, lân of huzen, en as it der op oan kaem hie Jozef der noch rjocht mei op. Yn elk gefal hie it net folle to bitsjutten en ryk soene se der wier net fan wurde! Hja hiene it der ek wol oer hawn to-gearre, mar de ingel hie der

neat fan sein en hja woene neat dwaen bûten God om. Dit wie ek ien fan dy dingen, dy't hja oerjaen moast. Mar dêrom tocht se der wol faek oer!

Hoewol, der wiene noch wol swierder wurden. Dy tekst yn Jesaja bygelyks: ‘As in laem waerd er to slachte laet en as in skiep dat stom is foar it oantlit fan syn skearders, sa die er syn mûle net iepen.’ Hja hie wol ris sizzen heard, dat dat ek op 'e Messias sloech, mar de skriftgelearden wisten der in moaije forklearring foar; as dy der oer preken wie it allegearre hearlikheit. Dat sa koe it ek wol wêze, dat dy tekst oer Bethlehem hiel oars forstien wurde moast....

* * *

En doe op in dei wie it sa mar ynienen gjin fraech mear oft hja nei Bethlehem soene of net. Troch de doarpen en stêdden fan Israël gyng it nijs dat de greate biskriuwing, dêr't sa lang al praet fan west hie, nou dochs trochset wurde soe. It gebot fan keizer Augustus wie útgien, dat elk him ynskriuwe litte moast en opjaen hwat er hie oan jild, of lân of slaven; sels bisit dêr't men net frij oer biskikke koe en dat fan 'e famylje meiïnoar wie, foel der ûnder. Oeral soene de amtners fan 'e keizer sitdei hâlde, mar men koe jin allinne mar ynskriuwe litte op it plak sels, dêr't it famylje-bisit lei. En dat hâldde yn dat Jozef en Maria nei Bethlehem moasten.

De minsken fan Nazareth wiene net bêst to sprekken oer it gebot fan 'e keizer; it slimste wie noch net iens dat inkelden der om út har wurk brekke moasten en in fiere reis ûndernimme, mar men koe fan tinken wol ha, dat de Romeinen der in doel by hiene en dat der wer nije lêsten efterwei komme soene. En it wie ek net rjocht: sok in régistraesje dat koe yn 'e provinsjes fan it ryk dy't in stéhâlder hiene, mar it kaem net to pas yn Israël, dat in aparte kening hie. Mar fansels, de âlde Herodes wie út 'e graesje by de keizer en nou moast syn lân it mei bilije en hie Quirinius, in fjildhear yn Syrië, opdracht krige om de biskriuwing troch to fieren. En hwa soe it weagje om tsjin him yn to gean en it gebot fan 'e keizer net nei to kommen? Der wiene mar inkelden dy't har net opjoegen en dy't leaver alles kwyt rekken as de fijân to wille to wêzen.

Jozef en Maria hoegden net yn bistân to stean: sadré't hja fan it gebot hearden, wisten se dat Godsels har nei Bethlehem rôp, dat Hy dy greatske keizer brûkte, om it wurd fan syn profeten wier to meitsjen. Hy hie it ris witte moatten, dy ‘godlike’ Augustus, lyk as er himsels wol neamde op 'e Romeinske munten!

Sa gau as it koe makken se alles ré ta de greate reis. Jozef regele syn wurk, der waerd in ezel oantúchd en Maria pakte fan alles yn: iten foar ûnderweis, klean foar harsels en Jozef en de wite doeken, dêr't it berntsje yn biwuolle wurde moast. Der moast hiel hwat mei, hwant hja wisten net iens oft hja wol wer yn Nazareth weromkomme soene: miskien dat hja to Bethlehem bliuwe moasten as it bern der wie. En ek dat wie har goed; Galiléa of Juda, Bethlehem of Nazareth - to-nei wie har thús dêr't har lytse soan wêze moast.

Oare jierren, as hja op 'e hege feesten nei Jeruzalem teagen, yn in great en fleurich selskip, naem it dochs altyd trije of fjouwer dagen, mar nou moasten se noch fierder en hiene se de tiid oan harsels. Dat hja makken gjin lange dagen en middeis, as de sinne op it heechst wie, namen se in lange rêst en sa kamen se lang-om-let yn Bethlehem en founen ûnderdak earne yn in gastfrij hûs. Sa gau as it koe lieten se har ynskriuwe: Jozef, timmerman to Nazareth en Maria, foar de wet syn frou.

* * *

En doe wachten se mar wer op it wûnder dat barre soe. De tiid foel Maria lang yn dit frjemde hûs, by frjemde minsken, mar op 't lêst kaem it dochs sa fier, dat hja nei oar plak omsjen moasten. It foel noch neat ta yn it lytse stedtsje binnen de inge muorren, to mear net om't hja in keamer apart ha moasten, nou't elke dei it berntsje komme koe. Der wiene net folle huzen yn Bethlehem mei mear as ien fortrek en de herberch, flak by de poarte, wie al hiel ûngeskikt. Sok in karavanserai wie net folle mear as in romte tusken fjouwer muorren, dêr't de reizigers by de kanten lâns sliepten, en dêr't yn it midden de bisten stiene. En dan koe it noch bêst bislaen, dat der yn 'e nacht in nije karavaen oankaem en dat de wurge kamielen har sa mar sakje lieten tusken de sliepers.

Dat sa kaem it dat Jozef en Maria op it lêst noch tankber wiene, dat hja in stâl krije koene, in ein bûten de stêd, dêr't yn 'e winter en by min waer de skiep nachts tahâldden. De skepers woene it har wol skikke; yn dizze lije simmernachten bleauwen de skiep dochs bûten en de stâl wie rom en gjin ien soe har dêr steure. Dat as hja it net slim founen yn in biste-stâl....

Fansels namen se it tankber oan. Hja fregen gjin wielde, foar harsels net en ek net foar har lytse soan en yn 'e stâl wie in krêbbe dy't moai ta widze tsjinje koe. Dyselde oerdeis noch teagen se de poarte út, skean oer it fjild nei de koele grot en makken alles klear, hwant de dagen wiene fol dy't de ingel sein hie. Doe't de joun kaem wie alles ré. It lei Maria by dat it net lang mear duorje soe.

Dyselde nacht, doe't hja to-geare yn 'e stâl wiene, is it greate wûnder bard: Maria krige har earste soan, dy't tagelyk de Soan wie fan God. Mei triennen yn 'e eagen, triennen fan greate blydskip bûgde se oer it jonkje hinne. Dat dit nou de kening wie, dy't komme soe, dit lytse berntsje, dat krekt as alle oare bern gûlde en dat dêr sa fortroulik by har lei, syn kopke yn 'e bocht fan har bleate earm! Hja leaude it mei hiel har

hert en tagelyk wie it sa ûnbigryplik. ‘Myn bern’, sei se sunich; dat hawwe alle memmen sein as se har earste krigen, yn alle lannen, yn alle tiden, yn tûzen talen; ‘en myn God’; dat mocht yn alle ieuwen mar ien mem sizze fan har eigen bern.

‘*Myn bern en myn God*.’

Jozef stie der by, forheard en mei greate eagen en hy seach hoe't Maria it berntsje holp, it yn 'e doeken wuolle en it yn 'e krêbbe dellei. Hy bigriep sels net hoe't it kaem, dat er sa wûndere bliid wie mei dit berntsje, dat net iens fan himsels mei wie. Kaem it allinne mar om't er sa folle fan Maria hâldde? Of wie it om't er leaude dat dizze soan fan Maria syn God en Heare wie? Doe bûgde er de holle en tanke God, dat dy him útkard hie om de man fan Maria to wêzen en as heit to stean oer it hillich bern.

En dêrnei joegen se har del, twa blide minsken dy't de sliep net fine koene. Njonken har, yn 'e stiennen krêbbe, dy frjemde keningswidze, slomme de lytse Jezus....

* * *

Bûten op it stille fjild hâldden de hoeders de nachtwacht oer de keppel; stil sieten se byinoar, wurch en slûch nei de lange, gleone simmerdei. Inkeld mar seine se in wurd, oer it wurk, oer it fé, oer de froulju thús. En soms tochten se: hoe't it nou ris mei dy beide jongelju is, dêr yn ús stâl....

En doe ynienen, flak foar har, wie der in wûnder ljocht, witer as sa pas de moanne, blinkender as de sinne yn it middeis-skoft. En midden yn dat ljocht stie in man... mar it koe gjin minske wêze, sa'n ljocht en blinkend klaed wie noch noait op ierde droegen. It moast in ingel wêze, in boade út 'e himel. Bang sloegen se de hannen foar de eagen. Dy hillige ingel kaem om har it oardiel oan to sizzen, it oardiel oer al har kwea: de sûnden fan har jonge jierren, alle forkearde wurden dy't hja sein, alle gemiene dingen dy't hja dien hiene, alle ûnreine bigearten, alle ûnhillige gedachten. Dit soe har lêste ûre wêze. En djipper bûgden se de skuldige hollen.

En dêrmei bigoun de ingel har oan to sprekken, mar ta har greate binijing wie der neat yn syn lûd fan grime en wraek; sa't in man praet mei syn freon, sa praette er mei har; hja doarsten wer nei him op to sjen en it wie as songen syn wurden yn har ear, yn har harkjend hert. ‘Wês net bang, hwant sjoch, ik forkundigje jim greate blydskip dy't foar hiel it folk wêze sil: dat jim hjoed de Sillichmakker berne is, to witten Kristus de Heare, yn 'e stêd fan David, en dit sil jim it teken wêze: jim sille it berntsje fine, yn doeken biwuolle en lizzende yn 'e krêbbe.’

En noch mar amper wie it lêste wurd forklonken, en noch hiene de forhearde hoeders gjin wurden foun, doe skoude boppe har de himel iepen en in greate mannichte ingelen sweve del op it fjild. Flak by har stie de ingel noch en foar him, yn brede en djippe rigen, stelden al dy oaren har op; doe wonk er en al dy tûzenen stimmen foelen yn en oer it nachtlik fjild rûzen de wurden fan in himelsk liet. Noait hiene de hoeders sok sjongen heard; it wie noch folle moaijer as op 'e hege feesten

it bliid Levitekoar. En elk wurd koene se forstean, sa dúdlik wie it: ‘Eare sij God yn 'e heechste himelen en frede op ierde yn minsken fan it wolbihagen.’

* * *

Doe't de ingelen al wer opfearn wiene en hja weiwaerden tusken de stjerren, sieten de hoeders noch

stil en seine neat. It fjild om har hinne, de donkere beammen, de loft mei stjerren, it like frjemd en ûnwennich nei al dy hearlikheit. En dochs wiene se bliid, oer alle mjitten bliid. Nou wie dus de Messias op ierde kommen, de Kening dêr't sa lang om bidden wie. God hie om syn biloften tocht: Hy forgeat it âlde bouns-folk net. En dat dy ingel nou net oan preesters en profeten de boade dien hie, net oan 'e kening en syn riedshearen, mar oan har, earme skepers fan Bethlehem, dat wie wol in hearlik wûnder. Wiene hoeders yn skurve klean dan de ‘minsken fan it wolbihagen’, dêr't de ingelen fan songen hiene? It moast sa wol wêze, hwant djip yn har herten fielden se nou al hwat fan dy frede, dêr't dat liet fan song.

Biret riisden se oerein. ‘Kom, lit ús dan nei Bethlehem ta gean en lit ús sjen de saek dy't dêr bard is, en dêr't de Heare ús kundskip fan jown hat.’ Miskien dat hja noch noait to-foaren de keppel allinne litten hiene en to-minsten net by nacht, mar nou wie alles oars: dy't bean binne by Gods lytse Laem, kinne net oer skiep ynsitte!

En hastich setten se de stap nei de Davidsstêd. As hja him nou mar fine koene! ‘Yn doeken biwuolle en lizzende yn 'e krêbbe...’ Mar doeken hiene alle lytse berntsjes om en in krêbbe wie der yn elk boere-hûs. As de ingel nou de strjitte neamd hie.... En doe wisten se it samar: Dat hja dêr fuortdaliks net om tocht hiene! Fansels, yn har eigen stâl moast er wêze, de lytse Prins, yn har eigen krêbbe lei er! Dy beide jonge minsken, dy frou dy't in bern forwachte.... Godsels hie it sa biskikt, dat hja de grot oanbean hiene. En noch flugger rounen se, tankber en bliid dat hja net nei in deftich hûs ta hoegden, net nei in heech paleis, net nei in keningshôf. It wie sa al slimmernôch dat hja dy minsken steure moasten, midden yn 'e nacht; as it nou ek noch by forname lju west hie! Hwant al hiene se dan ingelen sjoen en ingelen sjongen heard, dêrom is men noch net sa mar thús mei de greate lju! Hoewol, it wie dochs ek wer oars as gewoan: hja wiene op reis nei in lytse kening. En to-mûk, ûnder it rinnen wei, strieken se in tear út 'e mantel en hellen de fingers troch it tiizjend hier.

Sa kamen se by de stâl en Jozef, dy't de doar foar har iepen die, waerd suver kjel. ‘De hoeders’, stammere er, ‘moatte wy hjir dochs noch wei? Moatte wy it plak romje foar de bisten?....’ Mar de hoeders hearden him mar amper en stiene al by de krêbbe. Dus dit wie nou it bern, dêr't de ingelen fan songen hiene! It kaem alles út sa't de ingel sei: it jonkje, de wite doeken, de krêbbe dy't in widze wie. Mar dan wie dit de Messias dy't komme soe, dêr't de profeten fan sprutsen hiene en dêr't sa lang nei útsjoen wie. En djipper bûgden se de hollen oer it bern yn 'e krêbbe en har eagen blonken bliid. En dat hja him nou it earst sjen mochten, fan alle minsken yn Israël it earst, dat wie wol in great wûnder.

En doe, nei't hja it bern sjoen hiene, bitochten se dat ek Jozef en Maria witte moasten hwat der bard wie en hja fortelden alles: fan dy blinkende ingel en hwat er sein hie, fan it liet dat it ingel-koar song, fan har reis troch de nacht, fan har blydskip om it Godlik bern. Jozef stie stil to harkjen, mar ek Maria spande har yn om alles to hearren; gjin wurd mocht har ûntkomme en alles dat de hoeders seine, biwarre se djip yn har hert. It gyng nammers om har soan en as hja in goede mem foar him wêze soe, moast se ek alles fan him witte.

It kaem net by har op, dat dizze skepers fan Bethlehem mar earme minsken wiene, rûch en ûnbileard, dat hja miskien net iens lêze of skriuwe koene en dat hjasels mear fan 'e skriften wist as dizze mânlju meiinoar. Hja wiene safolle âlder as hja en de ingel hie har ta de stâl en de krêbbe bean - it moast in hege eare wêze sokke gasten to hawwen en fan har to learen.

Sels hie se altyd oan har lytse soan tocht as in kening yn in heech paleis en dat soe er ek ienkear wêze, hwant God soe him de troan jaen fan syn heit David, mar nou't hja dy rûge mannen seach yn har skurve klean, nou wist se, dat er net allinne kommen wie foar de riken en de machtigen, foar foarsten en preesters, mar dat er

ek de Heilân wêze soe fan de earmen en de lytsen, dy't by de wrâld gjin tel wiene. En yn in fier fisioen seach se Him gean troch de doarpen en stêdden fan Israël, in profeet en learaer, en om Him hinne, yn brede rigen, Syn jubeljend folk. En hja tocht oan dy oare kening, sa folle ieuwen lyn, dy't dounse mei syn tsjinstfeinten en tsjinstfammen foar de hillige ark. Soe it sa wurde: in strang en machtich kening foar de heidenen en tagelyk foar it dimmen folk fan God in Rêdder en Profeet? Hja wist it net - God allinne wist it. Hja moast it oerjaen, it hjoed en de fiere takomst....

Doe't alles forteld wie en hja neat mear to sizzen wisten, gyngen de hoeders it fjild wer yn, dêr't de keppel wachte. Yn 'e doar fan 'e stâl seach Jozef har nei. Lang noch, troch de hoare nacht, hearde er har lûde, loovjende stimmen.

Ûnder de Wet
160

Altyd, sûnt de dei dat God Syn forboun mei Abraham oprjochte hie, wie it gebrûk fan de bisnijing by Israël yn eare bleaun; sels yn 'e slimste tiden fan ôffal en forfolging bleau it in teken dat it bern opnommen waerd yn it forbân fan Syn folk. Mar foar de fromme Israëliten hie it dochs ek noch in oare, in djipper bitsjutting: it hâldde yn dat ek it lytse bern in sûndich minske wie en dat syn ûnreinens allinne weinommen wurde koe troch bloed.

Maria hie der dy earste wyks faek oer neitocht hoe't it nou komme soe mei har lytse soan. Dit bloedich teken hie dochs fêst gjin sin foar dit bern, dat sûnder sûnde wie? En yn it forboun dat God hie mei Syn folk, hoegde hy dochs net opnommen to wurden, hy, dy't fan ivichheit Israëls God en Heare wie? En fan 'e iene dei op 'e oare forwachte se in Godswurd, dat har lytse jonge net ûnder sokke wetten foel en dat him dizze pine en dizze fornedering bisparre wurde moast. Mar der kaem gjin iepenbiering, net yn in dream, noch fan in ingel, en op 'e achtste deis waerd ek Maria's soan bisnien; tagelyk krige er doe Syn namme, deselde dy't de ingel sein hie: Jezus.

In wike-mannich letter die it op 'e nij wer bliken dat de lytse Jezus, krekt as alle oare bern, foel ûnder Gods strange wet: Syn mem-en-dy moasten mei him nei de timpel om it los-offer to bringen, dat foar earstberne soannen stie. En ek dat koe Maria net goedkrije foar it godlik bern. It los-offer wie destiids ynsteld fan Mozes, de nachts dat de Heare de soannen fan 'e Egyptners sloech en de bern fan 'e Israëliten sparre; it bitsjitte dat ek de bern fan Israël de dea fortsjinne hiene en dat de âlden it allinne hâlde mochten as hja it frijkochten mei in offer. Mar dat koe dochs net jilde foar Gods eigen Soan, dy't ienris sitte soe op 'e troan fan David en dy't sûnder sûnde wie?

Mar al koe Maria dan al dy dingen net bigripe, hja gyng dochs ek wer mei blydskip op reis nei Jeruzalem, nei de timpel des Heare. Hoefolle memmen hiene dêr al net foar it alter stien mei in earstberne soan yn 'e earmen, bliid en tankber foar hwat hja ûntfongen hiene, mar mei har wie it dochs noch oars: suver as brocht se dizze fjirtichste dei har lytse soan thús yn syn Heite hûs. En hja hie in stille hope, dat der hjoed yn 'e timpel hwat bysûnders barre soe, dat hja wer in iepenbiering krije soe, lyk as doe dy nachts fan 'e hoeders. As hja witten hie, hwa't der yn 'e timpel op har wachte en hwat er to sizzen hie, faeks dat Maria dan sa bliid net de treppen opgien wie....

Der wenne doetiids to Jeruzalem in âld man dy't Simeon hiet en dy't mei greate langst útseach nei de komst fan 'e Messias. Fansels wiene der yn Israël wol mear sokke fromme minsken, mar der wie net ien dy't sa bliid en sa bitrouwend wachte as hy. Hwant der hie in dei yn syn libben west, in dei om noait wer to forjitten, dat Godsels him oansein hie, dat er net stjerre soe, ear't er mei eigen eagen de Kristus sjoen hie. En nou, dizze wûndere dei, hie de Heare him roppen en wist er dat it wûnder bard wie en dat er yn 'e timpel de langbiloofde sjen soe. Mei in hert dat fan blidens tilde, hie er de mantel omslein en wie er nei it hûs des Heare gien. Doe't er by de greate poarte stie en Jozef kommen seach mei Maria en it bern, waerd it him ynjown, dat dit lytse bern de Kristus Gods wie. De âldman twivele net; hy tocht net: mar dit is ommers in berntsje as alle oare en dizze man en frou is neat bysûnders oan to sjen; hy leaude dat dit lytse bern syn God en Heare wie. Bliid stiek er de âlde earmen nei Maria út en stammerjend spriek er: ‘Jow him my; ik wit hwa't it is en hwerom't er op ierde kommen is.’

Maria, doe't hja yn dy blide, blinkende eagen seach, wist daliks dat Simeon de wierheit sei. Hja hie op in iepenbiering hope hjoed, en nou, noch ear't hja by it alter wie, stie dizze âldman to wachtsjen. Dat wie al wer ien dy't, lyk as doe de hoeders, alles wist en leaude yn it godlik bern. Yn in great bitrouwen lei se de lytse Jezus yn syn earmen en wachte hwat er sizze soe.

En dêr op it wide timpelplein, midden tusken it folk, stie de âlde Simeon mei it Kristusbern. It wie oft alles by him weifoel: de timpel, it rikjend alter, de preester yn syn wite klean; hy seach mar allinne it bern mear dat tagelyk syn God wie en mei in stim dy't fan blydskip trille, spriek er: ‘Nou litte Jo, Heare, jins tsjinstfeint yn frede stjerre, hwant nou haw ik jins heil sjoen: it Bern dat foar alle folken is, in ljocht ta forljochting fan 'e heidenen en ta hearlikheit fan jins folk Israël.’

Maria hie alles heard en wer forwûndere se har oer de takomst fan har soan. In kening soe er wêze, hie de ingel tsjin har sein, en bytiden hie se him sjoen mei it wreekjend swurd yn 'e hân om alle greatske heidenen to fordylgjen fan 'e ierde en Israël great en frij to meitsjen. Mar soe it dan dochs allegearre noch oars komme? Wie er dan net ta de troan fan David roppen om to striden, mar soe er ek de heidenen rêdde en har bline eagen iepenje? Soe er net de Sillichmakker

wêze fan Israël allinne, mar fan alle folken op 'e wide ierde?

En dêrmei joech de âlde profeet har it bern werom en nou spriek er harsels oan. Hja moast wol tige lokkich wêze, tocht er, dat hja de mem wêze mocht fan dit bern! Hysels wie al sa bliid dat er it ien kear sjen mocht foar syn dea en Maria hie him alle dagen by har. Mar hoe great en hearlik dat wêze mocht, it soe net altyd bliuwe sa't it nou wie! ‘Hwant dit bern is net allinne kommen ta heil fan syn folk, mar ek ta in fal fan mannichten yn Israël en ta in teken dat tsjinsprutsen wurdt. Net allegearre sille se yn him leauwe en hy sil bittere fijannen hawwe en der sil in tiid komme, Maria, dat der in swurd troch dyn eigen siele gean sil....’

En it wie Maria oft mei dizze wurden alle blydskip weinommen waerd út har hert. Niist hie se tocht dat alle folken út alle lannen har soan oannimme soene as har kening en hear en nou spriek de âlde Simeon fan ‘in fal fan mannichten yn Israël’ en fan in great leed, dat hja hawwe soe om him, in leed, sa swier, dat hja it hast net drage koe. Hwerom wie alles sa ûnbigryplik, sa tsjinstridich? Hoe koe dat, dat de ingel Gabriël spriek fan keningshearlikheit, dat de hoeders fortelden fan blydskip foar hiel it folk, dat de profeet Simeon profetearre fan fijânskip en fan it wrede swurd? En it moast allegearre tagelyk wier wêze, hwant it wie allegearre fan God, mar ien minskehert wie to lyts om alles to bigripen. In swurd soe troch har siele gean.... O God, it wie neat om har, hja woe alles drage en hja hie alles foar him oer, mar hwat moast har soan net útstean letter?

De triennen blonken yn har eagen, doe't de âlde Simeon fuortgyng en hja drukte har lytse Jezus tsjin har klopjend hert. ‘Seinge bistû boppe alle froulju...’, hie de ingel sein. Wie dit dan har seine, dat swurd dat troch har hert gean soe? Mar doe't hja fierder gean woe, nei it alter ta dêr't de preester wachte, kaem der wer immen op har ta om it bern to sjen. It wie in âlde frou, Anna de dochter fan Fanuel, dy't alle dagen yn 'e timpel kaem to bidden en dy't al jierren wachte hie op 'e komst fan de Messias. Alle fromme minsken to Jeruzalem koene har en wisten dat hja in swier libben hawn hie. Yn har jonge jierren hie se sawn jier troud west; doe wie har man al stoarn en nou wie se al och sa âld. Al dy lange, iensume jierren hie se gjin man hawn om har by to stean, mar hja hie ticht by God libbe en folle bidden en fêste om 'e Kristus dy't komme soe. En nou stie se hjir by Maria en bûgde har oer de lytse Jezus en lûd love en tanke se God dy't, nei al dy ieuwen fan wachtsjen en hoopjen, om syn folk tocht hie. De minsken dy't der om hinne stiene harken nei har blide jubel en forheard seagen se fan 'e âlde profetesse nei it jonge bern. Doe skodden se de wize hollen en gyngen har wegen: dit wie ommers in hiel gewoan bern en dy man en dy frou dy't him nei de preester brochten, dêr wie neat bysûnders oan to sjen. Mar Maria wie tige bliid en by Anna har loovjende wurden forgeat se har fortriet om it wurd fan Simeon.

En doe waerd it dan tiid foar it offer en by de keaplju op it timpelplein kochten se in pear jonge douwen; om't hja net ryk wiene en gjin jild hiene foar in skiep of in kou, koe it mei dy twa fûgels ta. Doe't de plechtichheit ôfroun wie, gyngen se wer op reis nei Bethlehem. Maria moast noch iderkear tinke oan dy profesij fan Simeon. Hoe soe it nou letter komme mei Jezus, as er great wie en syn wurk bigoun? Yn him waerd it heil oan alle folken jown, mar foar mannichten fan Israël wie er kommen ta in fal! It wie net to bigripen; it like sa tsjinstridich, en it moast dochs beide wier wêze. Yn elk gefal leaude se dat God it goed meitsje soe en sa roun se fierder, njonken Jozef, it godlik bern ticht tsjin har oan. Hoe't it ek komme mocht, letter, as er great wie, hwat hja ek om him útstean moast, nou hie se him noch by har, nou koe se foar him soargje en noch lange, lange jierren soe er by har bleauwe. It leed en de soargen dat kaem letter....

De Wizen út it Easten
161

Nei dy wûndere reis nei de timpel to Jeruzalem setten Jozef en Maria har foargoed nei wenjen yn Bethlehem, nou net mear yn 'e stâl fansels - dat hie allinne mar út need west en foar de earste dagen - mar yn in gewoan hûs binnen de poarte. Net dat it har oplein wie hwer't hja wenje moasten, mar hja koene gjin better plak bitinke foar de lytse Jezus as de âlde Davidsstêd; letter, as er greater waerd en sels in stim mei hie, koene se altyd noch wer sjen.

Yn it stille stedtsje gyngen de wiken en de moannen rêstich foarby; der kamen gjin ingelen en profeten mear om it bern to sjen en gjin ien fornaem dat earste

jiers hwat bysûnders oan him. Krekt as alle oare lytse bern, sliepte er as er sêd wie en gûlde er as er honger hie; hy lake bliid as er Maria seach en hy skattere it út as Jozef mei him oangie; op 'e gewoane tiid sei er de earste wurdtsjes en sette er syn earste, wiffe, stappen. Hy wist fansels net better as Jozef wie syn heit; dat er oars wie as alle oare minsken en de soan fan God, dat soe er letter wol leare.

En by al de lytse freugden fan dat earste jier forgeat Maria hast har soargen oer de takomst; soms tocht se: sa moast it altyd bliuwe kinne, sa rêstich en sa fredich. Mar dat sette se dan ek wer fan har ôf. Jezus wie op ierde kommen om it wurk to dwaen dat syn Heit yn 'e himel him oplein hie en dêr mocht hja net tsjin yngean, sels yn gedachten net. Dan koe se soms sa mar de earmen om him hinne slaen en him stiif tsjin har oandrukke en sûnder wurden gyng har gebet omheech: Heare, lear my om mysels alhiel wei to siferjen en allinne to freegjen nei hwat Jo wolle. En as ienkear it leed yn myn libben komt, dêr't Simeon fan profetearre hat, it swurd dat troch myn siele gean sil, jow my dan de krêft om ek dat to dragen! Mar fansels, dat soe noch lange, lange jierren duorje....

* * *

Yn it Easten, fierder noch as it âlde Babel, wennen yn dy tiid wize mannen, dy't foaral stúdzje fan 'e stjerren makken. Hja wiêne tige geleard, dy Magiërs, en net allinne dat hja fan alle stjerren de nammen en de banen wisten, mar hja leauden ek fêst dat hja yn 'e rin fan 'e stjerren de takomst lêze koene. Elk minske hie dêr boppe syn aparte stjer, dêr't lot en libben fan ôf hong, mar ek de folken hiene har eigen stjer, dy't útwizing die oer de takomst. Bloei en ûndergong fan it Romeinske ryk stie to lêzen oan 'e himel, mar likegoed de takomst fan in folk, sa lyts as Israël.

En krekt oer dat folk fan Israël, dat sok in machtich God hie, lieten de Magiërs faek har gedachten gean. Elken-ien dy't hwàt fan 'e âlde boeken ôfwist en wol ris mei Joaden praet hie, koe witte dat der in great kening út Israël fuortkomme soe, in kening dy't ien kear hearskje soe oer alle folken fan 'e ierde. Nimmen koe sizze hwannear't dat krekt wêze soe, mar de algemiene forwachting wie dochs, dat de tiid nou dêrmei fol wie en dat it noait lang mear duorje koe. Dat de wizen hiene wol hoop dat hja de komst fan 'e greate kening noch bilibje soene, en às dat sa wie, dêr twivelen se yn it minst net oan, dan soene se ek syn stjer oan 'e himel sjen. Faek as hja yn stjerheldere jounen de himel skôgen, praetten se der oer en hoe mear hja har der ynjoegen, hoe sterker har langst waerd nei in kening dy't rjochtfeardich hearskje soe yn in wrâld fan gewelt en fordrukking....

Op in joun, net lang nei't Jezus berne wie to Bethlehem, doe't hja wer op it platte dak fan in hûs nei de stjerren seagen, gyng der oan 'e westlike himel in nije, blinkende stjer op. De Magiërs bigriepen fuortdaliks it Godlik boadskip: dizze stjer, dy't hja noch noait earder sà sjoen hiene, bitsjutte dat yn Israël de langforwachte kening berne wie. En doe't hja joun oan joun dat selde stjerrebyld wet seagen, twivelen se alhiel net mear en sprieken se meiïnoar ôf, dat hja nei Jeruzalem reizgje soene om de jonge kening hulde to dwaen.

It soe in lange, swiere reis wurde en it duorre gâns in skoft ear't hja klear wiene om fuort. Hja koene sa mar net út har wurk brekke, der moast thús oarder op saken steld wurde en hja moasten wachtsje op 'e gaedlikste tiid fan it jier om to reizgjen. En doe't alles regele wie, moasten der kamielen kocht wurde en geskinken foar de kening. Dat lêste wie ek net maklik en nei lang birie namen se goud, wiereek en mirre, it djûrste en it bêste dat hja bitinke koene. Doe't de lytse karavaen dan einlings op reis gyng, wie it bern al flink oer it jier.

En doe duorre de reis fansels noch wer wiken en wiken. Troch brede rivieren trieken se, by greate bosken lâns en troch de wide, toarre steppen. Soms sliepten se yn in gastfrij hûs of yn in folle herberch, mar meastal setten de slaven de tinten op oan 'e kant fan 'e wei en fornachten se ûnder de stjerren; soms litten se honger en toarst en deis pleage de gleone sinne har, mar it spiet har net, dat hja gien wiene en it kaem net by har op om werom. Hoe tichter hja by Jeruzalem kamen, hoe greater har langst waerd om de kening to sjen en doe't hja einlings de hillige stêd yn 'e fierte seagen, sloech har it hert fan greate blydskip.

Fansels hiene se net forwachte dat der noch folle fleur en drokte wêze soe yn 'e keningsstêd: it wie al moannen lyn dat hja de stjer foar it earst sjoen hiene en de feesten wiene lang al oer. Mar it foel har ôf, doe't hja de stêd ynrieden, dat net ien op it poarteplein har sizze koe hwer't de kening wie. De minsken seagen har sahwat frjemd oan, suver hast as waerden se kjel fan har simpele fraech. In kening fan 'e Joaden, dy't berne wie en dy't syn stjer oan 'e himel hie? Mar hja wisten fan gjin kening: Herodes wie to âld foar soks en ek syn soannen hiene gjin bern krige, foarsafier't hja wisten. Mar miskien hiene de wizen har forsind mei it lân en moasten se to Rome wêze?

De Magiërs skodhollen earnstich; mei soks forsinden se har net! Al bleau it dan fansels altyd mooglik, dat de lytse kening net to Jeruzalem berne wie en net yn it paleis fan Herodes. Mar dat er de kening fan 'e Joaden wie, de kening dy't sa lang al komme soe, dat wisten se fêst: hja hiene syn stjer yn it Easten sjoen!

En dat hja him fine soene, dat stie ek fêst; dy god dy't syn boadskip foar har yn 'e stjerren skreaun hie, dy soe har bringe dêr't hja wêze moasten. Mar earst soene se nou in herberch sykje en bikom hwat fan 'e swiere reis en dan soene se moarn wol fierder sjen....

* * *

Yn syn paleis to Jeruzalem wachte kening Herodes op 'e wizen dy't er by him bean hie. In âld en wurch man like er, sa't er dêr siet yn syn hege stoel, de holle foardel en fortiisd yn syn sombere gedachten. As hja mar kamen! It wie beloofd, mar hy fortroude se mar heal, dy wize mannen, dy't syn stêd yn ûnstjûr brocht hiene mei har forhalen oer in kening dy't berne wie. Hwerom wiene se daliks net by him kommen ear't se sok nuodlik nijs buorkundich makken? En hy tocht oan 'e rapporten fan syn tsjinners, dy't er de stêd ynstjûrd hie: mânlju dy't gearhokken op it poarteplein en yn it foarhôf fan 'e timpel, wylde forhalen dy't fan strjitte ta strjitte gyngen, minsken dy't lûdop stiene to bidden om 'e Messias dy't biloofd wie. Der hoegde net folle mear by to kommen en Jeruzalem wie yn fjûr en flam.

En hy koè gjin oproer hawwe yn syn lân, krekt nou't syn soannen tsjin him kûpen by de keizer en nou't er machtige fijannen hie to Rome! As der hwat barde en de Romeinen bisetten de haedstêd, dan soene se him fêst ôfsette en him nei Rome bringe en dan wie alles forlern, syn ryk, syn troan, syn dynasty - alles dat er opboud hie yn in lang libben fan wurk en soarch, fan list en gewelt, mei dolk en forgif. Hy tocht oan al de minsken dy't er formoarde hie: syn eigen frou wie der by, syn âlde skoanheit, in pear fan syn eigen bern en dan al dy oaren noch, dêr't er alle nammen net iens mear fan wist. In lange, lange rige wie it: Seloten en Farizeën, boargers en preesters, skuldigen en ûnskuldigen. Hy huvere yn syn keningsmantel. Net dat er birou hie; it muoide him net hwat er dien hie: it gyng om syn ryk en dan telde al dat oare net, mar nou, oan 'e ein fan syn libben, woe er dochs einlings wol ris rêst ha.

En nou wie dit der wer! En dizze kear wie it net de iene of oare dreamer dy't himsels foar de Messias útjoech en mei in leger tsjin him optriek - sokken wisten syn soldaten wol rie mei! - mar dit wiene gelearden, mannen dy't de stjerren liezen as in iepen boek en dy't mear wisten as sljocht-wei-hinne. Dizze kear wie it wier: de stjerren leagenje net! Wis, it wie noch mar in bern, mar in bern dat in stjer oan 'e himel hie en dêr't de wizen sok in reis om makken, wie nuodliker as in binde Seloten. Der holp neat oan, dat bern moast stjerre. Hy hie al safolle bloed forgetten yn syn libben, dit koe der noch wol by! En hy wist nou hwer't er it sykje moast.

Dy moarns, fuort doe't er it nijs heard hie, hie er it Sanhedrin komme litten en frege hwer't de kening fan 'e Joaden berne wurde soe. It like gjin slimme fraech to wêzen en dizze kear, tsjin alle wenst en regel, wiene se it meiïnoar iens. ‘To Bethlehem Juda, o kening, hwant sa stiet biskreaun yn it boek fan 'e profeet Micha....’ In hiele tekst hiene se der by opsein, hy wist it net krekt mear, mar it gyng oer in hearsker dy't fuortkomme soe út Bethlehem. As er nou noch wist hwa't de heit fan it bern wie en yn hwat hûs hja wennen, dan moasten syn soldaten it fine kinne. Doe't syn bislút om it bern to deadzjen fêst stie, hie er de wizen de boade dien en har oplein om by him to kommen; mar it moast sa stil mooglik, gjin optocht wer troch de strjitten mei slaven en kamielen en heale Jeruzalem der efteroan. Miskien dat hja dêrom net ynienen kommen wiene....

It wie al let op 'e middei doe't de Magiërs kamen en hja waerden daliks foar de kening brocht. Herodes ûntfong har freonlik en doe't hja delfoelen foar syn troan glimke er en wonk har oerein. Net ien fan al dy wize mannen wist hwat der yn him omgyng, net ien wist fan syn gleone haet tsjin it Kristusbern. De stjerren oan 'e loft

hiene gjin geheimen foar har, mar it hert fan Herodes wie har in sletten boek. Hja founen him in goed âld man en fortelden him alles: fan 'e stjer dy't hja yn it Easten sjoen hiene, fan har wûndere langst nei de lytse kening; fan 'e macht en de hearskippij dy't er ien kear ha soe. En de âlde kening knikte mar en glimke en frege nei de tiid, dat de stjer foar it earst oan 'e himel stien hie. Doe't er alles wist, sei er dat hja net to Jeruzalem wêze moasten, mar yn Bethlehem, in stedtsje in ûremannich fierder it Súden yn; sa stie it nammers biskreaun yn 'e âlde boeken, hy hie it al foar har neisjen litten. Hwant sels woe er de jonge kening ek graech sjen en as hja him foun hiene, moasten se it him daliks fortelle, dat er ek hinnegean koe en oanbid it bern. Miskien dat hja de jouns noch op reis woene: it wie net fier en by nacht reizge it gau sa goed as op 'e gleone middei. En dan koene se de oare moarns noch wer werom to Jeruzalem en hoegde hy ek net langer to wachtsjen....

Hy sei it sa rêstich en sa gewoan, net oars as miende er it bêst mei it hillich bern en de Magiërs seine, dat hja daliks noch op reis gyngen en dat hja him fêst birjocht bringe soene. Syn gesicht stie suver from, doe't er har in goede reis ta-winske.

Dyselde jouns noch rieden de wizen de poarte út, de wei op nei Bethlehem. Om har hinne lei it wide fjild, boppe har bôge de himel mei tûzen stjerren, deselde stjerren dy't hja sa faek al sjoen hiene yn it Easten en op it iensum paed yn it frjemde lân, fielden se har wûnderlik thús. En doe wiisde ien fan har foarút en lake bliid: boppe de Suderkym stie wer

dyselde stjer dy't har it boadskip brocht hie fan 'e kening dy't berne wie. Nou wisten se dan dat hja op it goede paed wiene en de lêste twivel foel by har wei. Noch flugger dreauwen se de wurge kamielen oan en sterker waerd har langst nei it bern fan Bethlehem. Doe't hja, djip yn 'e nacht, kloppen oan 'e doar fan Jozefs hûs, stie de stjer flak boppe it donker dak. De wizen út it Easten hiene har kening foun.

'....boppe de Suderkym stie wer deselde stjer.'

* * *

En doe waerd it noch ien kear wer as yn dy earste nacht, doe't de hoeders kamen om it bern yn 'e krêbbe to sjen. Mar dizze kear, tocht Maria, wie it wûnder noch greater. Hwant de hoeders wiene fan Israël en hiene ingelen sjoen, mar dizze Magiërs kamen út in heidensk lân en wisten allinne mar fan in stjer dy't yn it Easten opgyng. Wol great wie de leafde dy't God foar de minsken hie, dat Er sels om 'e heidenen tocht en har rôp fan ierdryks einen om syn Soan to sjen. Sûnt dy nacht yn 'e stâl hie Maria witten dat de Kristus ek foar de earmen en de ienfâldigen kommen wie, nou seach se dat er ek de kening wêze soe fan 'e heidenfolken. 'In ljocht ta forljochting fan 'e heidenen....' De âlde Simeon wist wol hwat er sei, dy deis yn 'e timpel, mar hwa hie oait tinke kinnen, dat dat wurd sa gau al nei-komme soe? It wie hast to great om it to leauwen; men soe allinne wêze wolle en alles goed yn jin omgean litte hwat de wizen sein hiene.

Mar doe bitocht se har: hja mocht dy mannen net langer wachtsje litte en hastich gyng se nei it bêd en makke de lytse Jezus wekker. Bliid droech se him nei de wizen ta en naem syn lytse hân en sei dat er har groetsje moast: hja hiene allinne om him sa'n fiere reis makke.... De Magiërs skodhollen forheftich; hja wiene kommen om de kening hulde to bieden, dat dan joech it gjin pas, dat hy de earste groet brocht. En dêrmei leine se al oer de groun, de holle oan 'e hurde flier en brochten him de keningsgroet. Maria koe it har noch hast net bigripe: dat dy wize mannen út it fiere lân nou bûgden foar har lytse jonge! It wie goed, hwant hy wie har kening, mar bytiden woe it har net oan. Mar de lytse Jezus stie dêr en syn greate berne-eagen

seagen earnstich nei al dy bûgende mannen, net oars as wist er nou al, dat dy hulde him fan rjochten ta-kaem.

De wizen, doe't hja oerein riisden, hiene de eagen net fan him ôf. It kaem net iens by har op, dat it dochs mar in hiel gewoan bern like en dat syn âlden mar gewoane minsken wiene en dat it hûs fan Jozef net folle wei hie fan in heech paleis. Hwant hja seagen net oan hwat foar eagen wie, dizze heidenske Magiërs:

de Heare God hie har eagen forljochte en dit jonge bern wie foar har de kening dy't berne wie en dy't ien kear hearskippij ha soe oer alle folken en lannen. Faek hiene se it oer him hawn op har lange reis en faek hiene se oan him tocht, mar nou't er foar har stie, sa lyts, sa jong, yn dit simpel hûs, nou fielden se dat er mear wie as har kening allinne en jitris bûgden se de holle foar it Godlik bern. En dizze kear wie it gjin groetenis sa 't trouwe tsjinners har kening bringe, dizze kear wie it mear: de Magiërs út it Easten beaën ta Gods lytse Soan....

En doe gyngen se hastich oerein en nei bûten, dêr't by de doar de geduldige kamielen wachten en hellen har swiere pakken op. Foar Jezus syn lytse fuotten leine se har skatten del: it fonkeljend goud, de keninklike mirre, de djûre wiereek. Maria waerd der hast kjel fan, sa folle wie der, mar hja doarst net sizze dat it net moatten hie: it koe ommers net to folle wêze foar him dy't ienris alle skatten fan 'e wrâld syn eigen neame soe! Doe seach se dat de jonge Jezus lake en syn hantsjes útstiek nei de blinkende goudskat. Sa is it goed, tocht se dimmen, de kening nimt it offer fan 'e wizen oan en ik, syn mem, moat noch leare dat hy it better wit....

Doe't hja alles forteld en alles frege hiene, gyngen de Magiërs fuort en sochten de herberch op. It koe gjin lange nacht mear wurde, mar hwa tocht noch om sliepen nei sok in hearlikheit? Dizze nacht soene se noait wer forjitte.

En moarnier gyngen se de lange reis wer oan nei it fiere heitelân, mar earst soene se nei Jeruzalem om Herodes it blide nijs to fortellen!

* * *

Dy moarns, it wie noch donker yn 'e wide keamer, waerd Jozef kjel wekker. Hy hie in frjemde, bange dream hawn en it wie as seach er alles noch foar him. In ingel fan God stie njonken him en spriek: ‘Wurd wekker, Jozef, nim it berntsje en syn mem en ûntwyk nei Egypte en bliuw dêr oan't God it seit, hwant Herodes sil it bern sykje om it to deadzjen.’ Hy bigriep dat dit gjin gewoane dream wêze koe, mar dat God him in opdracht jown hie. Der drige gefaer foar de lytse Jezus en hja moasten flechtsje nei Egypte. It wie wol in bitter ding, nei de freugden fan dizze nacht en it soe Maria swier falle. As er it mar allinne drage koe, mar dat wie net mooglik; der wie gjin tiid to forliezen. Hy makke har wekker en fortelde har hwat de ingel sein hie; doe gyngen se der ôf en út 'er haest sochten se alles byïnoar foar de ûnforwachte reis.

'....mei dit bern, mei Godsels yn 'e earmen.'

It wie noch ier op 'e moarn doe't hja de poarte útgyngen, it Suden yn. Maria droech sels har berntsje, mar swierder as dy leave lêst woech har it leed om Gods lytse Soan. Noch gjin twa jier wie er, en nou moast er al flechtsje foar it swurd fan Herodes. Yn dizze nacht hienen de heidenen him har hulde brocht en nou wie der gjin plak mear foar him yn Gods eigen lân. En hwerom moast it nou sa? Hoe koe dy wrede kening har bern sa haetsje, in bern dat him neat dien hie en dat er noch noait sjoen hie? En hoe koe de Heare it ta-litte, dyselde Heare, dy't by âlds de Farao fan Egypte mei Syn pleagen sloech. Egypte! Moasten se dêr nou wenje yn dat frjemde lân, tusken minsken dy't oare goaden tsjinnen en dy't in frjemde tael sprieken? Wiene se dêr dan wol feilich, yn 'e frjemdte? En hoe moasten se der komme, twa minsken sûnder help en sûnder wapens, de iensume paden lâns? Wie dit dan al it bigjin fan 'e fijanskip dêr't Simeon fan sprutsen hie? En as it nou al bigoun, nou't Jezus noch sa lyts wie, hwat moast hja, dan letter net om him útstean? O God, tocht se, it is wol swier de mem to wêzen fan Jins eigen Soan!

Mar doe't hja al fierder trieken, de stille wegen lâns, en doe't der neat barde, bikaem har bangens. Hja mocht net sa bang wêze en sa yn noed sitte. Gyng de Heare sels net mei har nei it frjemde lân? Koe er yn Egypte net like goed op syn soan passé as to Bethlehem? 'Bliuw dêr oan't God it seit', hie de ingel sein. Wie dat dan al gjin biwiis dat hja feilich wer thúskomme soene, feilich, mar op Syn tiid? Stie der net earne yn 'e Profeten dat God syn Soan út Egypte roppen hie? Dat sloech op Syn folk Israël, mar as it nou ek ris op Jezus sloech? Mocht hja dan bitter wêze en ûntofreden, as de Heare dwaende wie om it wurd fan de profeet wier to meitsjen? Hie er destiids de greatske Augustus net brûkt om har nei Bethlehem to

bringen en soe it dan sa frjemd wêze, dat er nou de wrede Herodes brûkte om it bern nei Egypte to lieden? Hwant hy mocht de lytse Jezus dan sykje om him to deadzjen, mar winne soe er it net, dy falske kening!

Né, by alle noed en soarch om it bern, wie der noch genôch om tankber foar to wêzen. Der wennen ek Joaden yn Egypte en it soe wis net nedich wêze om al dy tiid by de heidenen ta to hâlden. En hwat wie it nou moai, dat hja de skatten fan de wizen hiene: sels as Jozef gjin wurk krije koe yn it frjemde lân, hoegden se noch gjin earmoed to lijen. Strak, yn it earste plak dêr't hja trochkamen soene se om in ezel sjen en om alles dat nedich wie foar de lange reis. Hja glimke troch har triennen hinne. Nou doarst se de reis oan, de toarre steppe, de lange rjochte wegen, de kjeld yn 'e nacht, de gleone sinne deis. Hja doarst alles oan mei dit bern, mei Godsels yn 'e earmen! Wie dat net krekt har fout, dat hja Jezus noch altyd to folle seach as har bèrn, dêr't hja op passe moast en to min as har Gòd, dy't hàr drage soe, ek al droech se Him? En ûnder it gean gyng har gebet omheech: Heare, lear my dochs om fan mysels ôf to sjen en op him to bitrouwen....

* * *

Dyselde moarn dat Jozef en Maria mei it bern op reis gyngen nei Egypte, wachte Herodes foar de twadde kear op 'e komst fan 'e wizen. En mei't de ûren forgyngen en it letter waerd, groeide syn grime en syn haet. Hy moàst witte hwer't dat bern wie; hy soe gjin rêstige ûre wer hawwe as er net wist dat dy jonge kening yn it grêf wie! En nou waerd it middei, de sinne sakke al wer en noch wiene se der net! Dat hie men nou fan sokke fromme lju, dy't sa'n reis makken om in ûnnoazel bern: hja hâldden har wurd net! Hja hiene fansels it hûs al lang foun en de kening hulde dien en nou wiene se in oare wei lâns nei har lân gien! Hy koe der noch net by: hy hie sa moai mei har om-praet en nou hiene se dochs noch hwat fornommen! It wie ûnbigryplik, mar sok wier-sizzers-folk wist mear as in gewoan minske.

Mar as hja mienden dat hja mei har bidroch dat keningsbern rêdde soene, dan koene se Herodes net! Hy dulde gjin kening njonken him, sels gjin kening dy't noch mar in bern wie en dy't syn eigen stjer oan 'e himel hie! It kaem nou mar goed út dat er dy wizen útfrege hie; nou wist er to-minsten dat it bern noait âlder wêze koe as twa jier. As er to Bethlehem alle jonges deadzje liet dy't ûnder de trije jier wiene, dan moast ek dy iene der by wêze. Dy iene, dy't er noch noait sjoen hie, mar dy't er fûlder hate as er oait in fijân dien hie.

Hy liet ien fan syn offisieren roppe, in man dêr't er op oan koe, om't er like wreed wie as hysels, en droech him op om dy nacht noch op to tsjen nei Bethlehem. Sadré't it ljocht wie de oare moarns, moasten se de poarten bisette en alle húzen trochsykje en alle jonges dy't noch net trije jier wiene moasten se deadzje. Mar ien ding moasten se goed om tike: der mocht net ien ûntkomme. ‘De takomst fan it ryk hinget der oan, de takomst.... en dyn eigen libben!’ De haedman bûgde en sei, dat er it bigrepen hie. Bethlehem, en alle jonges ûnder de trije jier! It wie gjin opdracht om bliid mei to wêzen, mar de kening woe it en dan wie der gjin forwin op! En hy hie wol foar hiter fjurren stien.

Herodes seach him nei doe't er de keamer útgyng en harke nei syn wisse stappen yn 'e holle, hege gong. Dat wie to-minsten in man dêr't er op fortrouwe koe, dy soe gjin hûs to Bethlehem oerslaen en gjin bern forjitte! Nou koe er dan wer gerêst wêze nei al dy noed en ûnrêst fan juster en hjoed. Dy jouns iet er mei smaek en de nachts sliepte er net minder as oars; hy krige ek gjin dream, lyk as Jozef hawn hie, en gjin ingel spriek him oan: der komt in tiid dat God Syn hannen fan de minske ôflûkt en him oerjowt oan syn eigen sûndich sin.

Hy bigriep ek net, dy dwaze kening, dat syn slimme plannen mislearje moasten! As dat bern fan Bethlehem wièr de Messias-kening wie en Gods eigen Soan, dan koe dochs gjin macht to wrâld him deare en as er it nèt wie, hwat hoegde er dan sa bang to wêzen? Mar dat koe er net sjen: de Satan sels makke him blyn en fjurre. him oan ta de striid tsjin de Kristus Gods en, yn syn wylde woede, miende er noch dat er ta syn doel komme soe. En hy wist net dat de lytse kening al lang op reis wie nei Egypte en feilich foar syn oanslaggen; like min as er witte koe, dat de wizen dy nachts to Bethlehem ek in Godswurd krige hiene yn 'e dream, dat hja net wer nei Jeruzalem mochten....

* * *

De oare moarns, doe't de sinne opgyng oer de heuvels fan Juda, wie Bethlehem in bilegere stêd. By de poarte stie in sterke wacht, dy't elk kearde dy't de stêd út woe en wilens diene de oaren har bloedich wurk. Yn alle strjitten kamen se en gjin hûs sloegen se oer en gjin jonkje ûnder de trije jier ûntkaem oan it wrede swurd. It gûlen fan 'e berntsjes telden se net, noch it jammerjen fan 'e memmen, noch de machteleaze grime fan 'e mânlju. Herodes hie it har oplein en de wil fan de kening wie har iennichste wet. Doe't hja dy jouns wer ôfmarsjearden, pratend en laitsjend sa't soldaten dogge, wie Bethlehem yn 'e swiere rou. Hiel de lange nacht gyng it gejammer fan 'e memmen omheech nei de himel en God de Heare hearde it en tekene it oan yn it boek fan Syn gleone grime. Ien

kear soe kening Herodes stean foar Syn rjochterstoel en rekkenskip jaen ek fan dit ûnskuldich bloed!

En doe gyngen de dagen en de wiken foarby en de tiid bistille it slimste leed. Yn Bethlehem forgeaten de minsken it net, mar Bethlehem wie in lytse stêd en yn Jeruzalem barden al wer oare dingen en gjin ien prate mear oer de freeslike moart. Allinne in inkelde fromme, dy't by de Skriften libbe, tocht oan in wurd út 'e profeet Jeremia: ‘In stimme waerd heard yn Rama, gekryt en folle geklei: Rachel, skriemende om har bern, en hja woe har net treastgje litte, hwant hja binne wei.’

Kening Herodes tocht net oan profete-wurden: hy wie allinne mar bliid dat syn plan sa goed slagge wie en dat de lytse kening net mear libbe. Hy hat noait witten dat Jezus dochs noch ûntkommen wie, bûten de grinzen fan syn ryk. Net sa lang nei dy skriklike dei is er stoarn oan in slimme sykte, forgrime en iensum en sûnder birou. Sadré't er wei wie rôp de Heare Jozef werom út Egypte en trieken se werom nei it âlde lân.

Reis nei Jeruzalem
162

Doe't Jozef en Maria weromkamen út Egypte, doarsten se net to Bethlehem to bliuwen dat yn it rjochtsgebiet fan Archelaüs, de soan fan Herodes, lei, mar trieken se nei Galiléa, nei har âlde stêd Nazareth. Wol regearre dêr ek in soan fan de âlde Herodes, mar dy wie sa wreed net as syn broer en soe fêst it bern gjin kwea dwaen. Dat sa kaem it dat de soan fan Maria opgroeide yn Nazareth en letter de namme ‘Nazarener’ krige en ek dat wie in diel fan Syn fornedering dêr't Jesaja fan sprutsen hie: Galiléa lei op in minne namme by de fromme lju yn Juda en der waerd altyd sein, dat dêr gjin profeet wei komme koe.

Ek doe't er greater waerd wie Jezus foar it each neat oars as alle oare bern fan syn jierren: hy boarte mei de jonges fan Nazareth en stoeide mei syn bruorren en doe't er âldernôch wie, holp er syn heit en learde er it timmerjen. En dochs wie der ien ding dat oars wie en dat him ûnderskaette fan alle oare minsken: hy wie sûnder sûnde. Noait, yn al dy jierren dat er to Nazareth wenne, ûntkaem der him in forkeard wurd, noait die er hwat dat net mocht, noait kaem der in sûndige gedachte yn him op. Mar om't er ek net greatsk wie en net út 'e hichte op oaren delseach en him noait skine liet, dat er better wie as har, mochten de minsken him wol lije. En ek Jozef en Maria wiene bliid, dat er sa goed oppaste en dat hja him noait hoegden to straffen, al hiene se it der ek wol ris swier mei. Sels wiene se ommers gewoane minsken en diene se wol ris forkearde dingen en dan skammen se har as Jezus it murk en har sa frjemd oanseach mei syn suvere berne-eagen. Sokke tiden wie it Maria soms as stiene de oare bern har neijer, dy wylde knapen fan Jozef en har, dy't lang net sûnder sûnde wiene en lang net altyd om sizzen joegen. Mar sokke gedachten sette se altyd daliks wer fan har ôf: hy wie oars as de oare bern, mar hja hie der him net minder leaf om, har earste en hillige soan! En hja die mei ynmoed har bêst om tsjin it kwea to striden en om to wurden lyk as hy wie. Dat slagge har fansels noait en dat wie har tige yn 'e wei en soms tocht se dat hy, de Soan fan God, noch ien kear it kwea bilije moast, dat hja die. Mar dan wie it ek wer, as fielde se dat Jezus, hoe en op hwat manear dat wist se net, har letter frij meitsje soe fan alle sûnde en kwea. Dat wie in hearlike gedachte en it joech har in stille, djippe blidens.

* * *

Doe't Jezus tolve jier âld wie, mocht er foar it earst mei nei Jeruzalem om it Peaske-feest to fieren. Fan âlds wie it foarskreaun yn 'e wet fan Mozes dat de mânlju yn Israël trije kear yn it jier nei Jeruzalem moasten, mar yn dizze tiid hâldde gjin ien him mear oan dy âlde regel; it foel ek net ta as men sa fier ôf wenne en de measte Galiléers namen it dochs al net sa krekt mei al dy strange wetten. Jozef en Maria, dy't elk jier mei Peaske de lange reis makken, rounen der suver al hwat út en doe't Jezus de jierren hie, namen se him ek daliks mei.

Mar al gyngen de minsken dan net altyd like trou, Galiléa wie great en der wiene elk jier dochs noch gâns dy't optrieken nei de hillige stêd. It wie wenst dat hja opinoar wachten en dan yn keppels it Suden yn trieken; it wie feiliger as elk apart en yn in fleurich selskip foel de reis jin sa lang net.

Ek dizze kear reizgen Jozef en Maria mei de oaren en it wie ôfpraet dat hja ek werom wer mei soene. Jezus wist fansels ek fan dy plannen, mar om't er foar it earst mei gyng, koe er net witte hwàt dei hja werom soene: Jozef hie it net neamd en Jezus tocht dat hja al de acht dagen to Jeruzalem bliuwe soene.

Hy wie dôch al sa bliid dat er mei mocht! Sok in reis wie ris wer hwat oars en dan sa fier ynienen: it naem al gau in dei of fjouwer ear't hja der wêze koene en alle jonges fan dy jierren founen it prachtich. Mar foar Jezus wie it dochs noch hwat oars as foar al dy oaren. Hy wist nou al dat er de Soan fan God wie en foar him wie dizze reis nei Jeruzalem in reis nei syn Heite hûs. Hy woe alles witte fan 'e timpel en fan 'e offertsjinst en hy hope dat er gâns leare soe fan God en oer it wurk dat er letter dwaen moast. Dar fan al dy blide pylgers nei de hillige stêd, wie der net ien dy't moediger de optochtslieten song, as dizze jonge út Nazareth. En doe't er, oan 'e ein fan 'e reis, de blinkende timpel seach boppe de huzen fan 'e stêd, wie er sa bliid, dat er it net sizze koe. Stil, mei klopjend hert, roun er troch de hege, mânske poarte. Jeruzalem, de stêd fan God!

Jozef en Maria, dy't wol murken dat Jezus tige bliid wie, lieten him sa folle mooglik frij. Hja hoegden ommers net bang to wêzen dat er forkearde dingen dwaen soe en hy wie altyd al tige selsstannich foar syn jierren. Hy wist hwêr't hja nachts kampearden - op it Peaske-feest wie Jeruzalem sa fol, dat der foar de measte feestgongers gjin plak wie yn 'e huzen - dat as er soarge dat er dêr jouns op 'e tiid wie, dan koe er deis syn gong gean.

* * *

It waerden blide dagen foar Jezus. Fan tiid ta tiid gyng er de stêd yn, dêr't altyd wol hwat to sjen wie, mar meast wie er yn 'e timpel, allinne en sûnder maten. Hy seach alles: de preesters dy't de offerdieren slachten, de fromme minsken dy't stiene to bidden, de riken dy't har jeften ta de timpelskat joegen, it drok biweech fan 'e keaplju dy't yn it bûtenste foarhôf fé en timpeljild forkochten. Hy biseach de prachtige gebouwen, de machtige pylders, mar ek de swiere stins fan 'e Romeinen, flak njonken it timpelplein, dêr't altyd in skyldwacht op it dak stie om it each oer de timpel to hâlden. Mar it alderleafst wie er yn in keamer yn ien fan 'e bygebouwen, dêr't moarns de skriftgelearden sieten om it folk de wet to learen. Fansels koe er dêr ek hiel hwat oer to witten komme yn Nazareth, by de preesters of Leviten dy't dêr wennen, of Sneons yn 'e synagoge, mar hjir yn 'e timpel wiene de knapste skriftgelearden, minsken dy't forneamd wiene troch it hiele lân.

Hy sloech net ien moarn oer en de deis dat de Galiléers wer op nei hûs soene, siet er wer tusken de learaers. Dy koene him nou al en elke dei stiene se op 'e nij wer forsteld oer syn antwurden en oer de fragen dy't er stelde; noch noait yn al de jierren dat hja har lessen joegen, hiene se in jong bern oantroffen, dy't sa folle fan dy dingen wist en der sa yn libbe. En Jezus siet dêr mar en harke en frege; der ûntkaem him gjin wurd en hy forgeat alles om him hinne; it kaem net by him op dat syn âlden nou al wer in ein op mars wiene, op reis nei Nazareth.

Hwant Maria en Jozef hiene him wol mist, de moarns bitiid doe't it selskip byinoar kaem by de Noardpoarte, mar hja wiene net ûngerêst wurden: hy wist fansels wol, dat it tiid wie om wer nei hûs en syn maten gyngen ek mei. Doe't hja de oaren fregen oft hja Jezus ek sjoen hiene, fortelden se har dat it jongfolk al foarút gien wie. Maria glimke. Sa wiene bern, dy koene noait wachtsje. Hy wie sa bliid, doe't er to Jeruzalem kaem en nou hie er sa'n sin oan 'e weromreis dat er net ienris tiid die om op har to wachtsjen. Bliid út en bliid thús, sa't it sprekwurd seit. En fleurich, mei har folk en kunde, trieken se it Noarden yn.

Fansels hellen se dy deis it jongfolk net wer yn, mar dat hindere neat: elk wist wol hwer't hja dy nachts sliepe soene, dat dan troffen se elkoar dêr wol. De jouns, op it earste pleisterplak, seagen Jozef en Maria daliks om Jezus en doe hearden se dat

er net by de foarste groep west hie. Net ien fan al dy jonge minsken hie him sjoen en hja hiene tocht dat er by de greaten wie.

De skrik sloech Maria om it hert en ek Jozef waerd tige kjel. Nou roun er dêr miskien yn 'e folle stêd, tusken al dy donkere huzen en gûlde en socht om har. Hwerom hiene se ek net better mei him ôfpraet oer de dei dat hja wer fuortsoene? Hja hiene him op har noed en nou hiene se net goed op him past! Hja moasten daliks werom om him to sykjen, mar alle minsken retten it har ôf en ek Jozef sei dat it net to weagjen wie, by nacht en by donker. As er dochs noch efter har oan kommen wie, dan koene se him maklik mis rinne en hjir koe er har altyd fine. Maria seach ek wol yn dat it better wie en mei in swier moed sochten se har sliepplak op.

Fansels kaem der net folle fan sliepen en de oare moarns ier en bitiid gyngen se de weromreis oan, de lange mars nei Jeruzalem. Dy hiele dei gyng der mei fuort en net ien fan dy't hja tsjin kamen, wist fan Jezus ôf. Al banger tochten se har en al flugger rounen se, mar doe't hja lang-om-let to Jeruzalem kamen, wie it al hast donker. Ek op it plak dêr't hja sliept hiene en dêr't nou gjin tint mear stie, founen se him net. Dat der siet oars neat op, hja moasten noch in nacht wachtsje en dan de oare deis as it ljocht wie, de hiele stêd ôfsykje. En wer leine se de heale nacht wekker. Hwer koe er nou wêze, har jonge, nei twa lange dagen? As der him hwat oerkommen wie, dan wie it hàr skuld! Hja hiene bitinke moatten dat er noch mar in bern wie, ek al wie er dan Gods eigen Soan! Né, hy soe net stjerre, dat koe net, mar as hja him nou ris meinommen hiene, de feinten fan 'e kening, dan

founen se him noait wer. O, dit wie slimmer as doe dy flecht nei Egypte!

It wie al tige let doe't hja yn 'e sliep foelen, in swiere, wurge sliep mei bange dreamen en wit-hoe-ier hiene se de klean al wer oan en gyngen se de stêd yn. Lang sochten se yn strjitten en stegen, mar nearne wie er to finen en net ien dy't him sjoen hie of wist hwer't er wêze koe. Doe gyngen se nei de timpel, wurch en har rie to'n ein. Dêr soe er ek wol net wêze, mar dan koene se to-minsten in offer bringe en bidde, oft God har genedich wêze woe en him wer by har bringe....

Mar hoe't hja ek seagen, ek op it folle timpelplein wie Jezus net en net by de keaplju en net tusken de bygebouwen. Forslein rounen se werom; nou't er hjir net wie wisten se net mear hwer't se sykje soene. Ut in keamer, dêr't om 'e waermte de doarren iepen stiene, kaem it lûd fan stimmen. It hie gjin sin om der yn to gean, gjin jonge fan tolve jier dy't syn heit en mem kwytrekke wie yn in frjemde stêd, soe by de skriftgelearden sitte, mar hja mochten gjin plakje oerslaen. To-gearre gyngen se de lytse seal yn en mei dat hja om 'e hoeke kamen, seagen se him. Hja waerden sa bliid, nei alle noed en ûnrêst, dat hja gjin wurd sizze koene; hja stiene dêr mar, net oars as wie de blide skrik har yn 'e skonken set, as soene se dêr altyd stean bliuwe, hjir yn dy stille keamer....

Midden yn 'e rounte fan 'e learaers siet er, stil en oandachtich; syn wangen gloeiden en al dy gelearde mannen seagen nei him en harken nei syn frijmoedige fragen. It wie him oan to sjen dat er him thús fielde en dat er alles om him hinne forgetten wie. En troch har blide triennen hinne seach Maria nei him: har âldste, har leave jonge.... en hy hie har net ienris mist. En doe kaem alles noch ris by har boppe, alles dat hja om him útstien hie, twa bittere nachten en in lange, einleaze dei, alle fortriet, alle selsforwyt, alle wurgens. Wie dat dan allegearre neat, hwat hja trochmakke hie? Hie er dan nearne gjin euvelmoed yn, dy jonge? En, omtrint bitter, sei se: ‘Bern, hwerom hastû ús dit oandien? Sjoch, jimme heit en ik hawwe mei eangstme om dy socht!’

Jezus seach om. Hy seach se dêr stean, Jozef en Maria, ûntdien en alhiel fan 'e wize en hy hearde it forwyt yn syn memme lûd, mar hy bigriep it net. As hja ûngerêst oer him wiene, hwerom hiene se him dan net earder helle? Hjir, yn 'e timpel, wie dochs syn plak? En rêstich sei er: ‘Hoe koene jimme sa om my sykje? Wisten jimme net, dat ik wêze moat yn 'e dingen fan Myn Heit?’

Maria hearde dy fraech en hoewol't hja alles der net fan bigriep, fielde se wol dat hja forkeard dien hie. Al wer hie se forgetten dat er wol hàr soan wie, mar dat er ek de Soan wie fan God en dat er better wist hwêr't syn plak wie, as hja en Jozef. As God him hjir rôp by de learaers fan syn folk, as God dwaende wie om him ré to meitsjen foar Syn wurk, hwat telde har noed en ûnrêst dan by syn hege plicht? Hja hiene langer bliuwe moatten, sa lang as hy it woe! Al dat fortriet hie net hoegd, as hja him better bigrepen hiene. Nou woe se alles wol dwaen om it wer goed to meitsjen! Hja koene it hiele feest wol bliuwe en as it wêze moast, soene se nei Jeruzalem forhúzje. En hja tocht oan Hanna, hoe't dy ien kear de lytse Samuël nei de tabernakel brocht hie; as Hanna de krêft ta it offer foun hie, dan moast hjasels it bern ek misse kinne. It soe har wol swier falle, mar as God it woe....

En doe seach se dat Jezus oerein gyng en ôfskie naem fan de learaers. Mei flugge stappen kaem er op har ta. ‘Ik bin klear’, sei er rêstich, ‘lit ús nou nei hûs ta gean.’ Maria sloech de hannen om him hinne. O Heare, tocht se bliid, wy binne it net wurdich en nou wol er dochs by ús bliuwe; nou hoech ik him net to missen! En ien kear soe se alles bigripe, alles, ek dit lêste wurd út 'e mûle fan in bern.

Mei syn trijen reizgen se werom, bliid en tankber en doe't hja wer yn Nazareth wiene, die Jezus alles dat hja him opleine en wie er har ûnderdienich. ‘Earje jimme

heit en jim mem....,’ sa stie it yn 'e wet en ek dat gebot hat de jonge Jezus folbrocht, lyk as er alle geboaden fan syn Heit oan it lêste ta hâlde soe.

De Doper
163

Der wiene gâns jierren forroun sûnt de jonge Jezus syn earste reis nei de timpel makke; hy wie nou in man fan by de tritich jier en de tiid wie nei oan dat er syn wurk yn Israël bigjinne soe. Yn it lytse stedtsje Nazareth, dêr't er noch altyd wenne, koene alle minsken him; hja neamden him: Jezus, de timmerman en sels syn freonen wisten net, dat er de soan fan God en de biloofde Messias wie. Hy praette der ek noait mei

har oer: de tiid wie noch net kommen, dat er syn geheim iepenbierje mocht.

Mar al wisten se dan to Nazareth net dat de Kristus midden tusken har wenne, der wiene dochs wol minsken dy't heech by him opseagen en dy't gâns forwachting fan him hiene: it soe har gjin nij dwaen as de soan fan Maria it timmerjen der oan joech en nei Jeruzalem teach om in learaer-fan-'e-wet to wurden. Hy wie kundich genôch yn dy dingen - dat wisten de wetgelearden yn 'e timpel wol! - en hy hie de jierren nou't er dêrmei tritich waerd. En foar Nazareth, dat yn Galiléa lei, soe it in hege eare wêze, in Rabbi út har eigen stêd....

* * *

En doe, wylst Jezus syn needrich wurk die yn 'e timmerwinkel, gyng ûnforwachts it nijs troch it lân fan Israël, dat der in great profeet opstien wie, in profeet yn in rûge mantel en op bleate fuotten, dy't tahâldde yn it wyldlân by de Jordaen en dy't sprinkhoannen iet en wylde hunich. It joech in blide opskuor yn doarpen en stêdden en út Jeruzalem wei en út 'e doarpen der om hinne, trieken kloften minsken nei de Godsman ta om syn boadskip to hearren.

Dêr stie er dan foar har, de Godsman út 'e wyldernis, de earste profeet nei mear as fjouwerhûndert jier en yn har earen klonk syn machtich lûd. Sa hiene se har altyd Elia foarsteld, as der oer him preke waerd yn 'e synagoge, sa earnstich, sa strang, sa moedich. Mar ek hwat er to sizzen hie wie hiel oars as hja forwachte hiene: hy spriek oars as de Farizeën en de Skriftgelearden, oars as by âlds de profeten des Heare. Dy profetearren fan it heil dat komme soe yn 'e fiere takomst, fan in frede-ryk oan 'e ein fan 'e ieuwen, mar dizze spriek aloan fan it keninkryk fan God, dat nou dêrmei komme soe. Hy moast wol tige wis wêze fan syn saek, dizze wûndere profeet, dat er sa sprekke doarst. Hoewol, as men wist hwa't er wie en hwat der bard wie by syn berte, dan hoegde it jin gjin nij to dwaen, dat er oars wie as de oaren en syn eigen wegen gyng.

It moast in preesterssoan wêze út in stêd yn Juda en minsken út dy kontreijen wisten to fortellen dat syn âlden al heech op jierren wiene, ear't hja har earste en iennichste soan krigen. Lang foar de dei fan syn berte hie syn heit, yn it hillige fan 'e timpel, in ingel sjoen en al de moannen dat hja wachten op it bern, hie er stom west. Earst op 'e achtste dei, doe't it bern de namme Johannes krigen hie, koe er wer prate en hie er in lofsang songen. Dat it wie gjin wûnder dat dyselde Johannes nou as in profeet stie yn it formidden fan syn folk: God hie altyd al in doel by de jonge hawn en him rémakke ta syn wurk. Hwant hy wenne al sûnt jierren net mear yn it stedtsje dêr't er berne wie, mar hâldde ta yn 'e wyldernis. Faeks kaem it dêr fan dat er sa somber like, in man dy't himsels net sparre en dy't strang wie oer syn folk.

‘De bile leit al oan 'e woartel fan 'e beam....’

Hwant elke kear as er it folk taspriek, dêr oan 'e kant fan 'e Jordaen, kaem er der op, dat Israël de Heare forlitten hie en dat der in ûnbarmhertich oardiel oer har gean soe, as hja har net bikearden. It wie der net goed mei, dat hja de timpeltsjinsten yn eare hâldden, lyk as de Sadduceën seine, it koe net mei de wet fan Mozes en de foarskriften fan 'e âlden ta, sa't de Farizeën learden: har hert moast foroarje en hja moasten oare, nije, minsken wurde. En it waerd heech tiid dat hja har bikearden: ‘De bile leit al oan 'e woartel fan 'e beam en alle beam dy't gjin goede frucht fuortbringt, wurdt omhoud en yn it fjûr wurpen....’

En as er sokke dingen sei, dan bidoelde er net allinne de goddeleazen, de Seloten en de Galiléers dy't it net sa krekt namen mei de hillige wet, mar dan hie er ek de fromme lju op it each dêr't neat op to sizzen foel; dy moasten har likegoed bikeare, of Gods gleone grime soe ek oer har komme. Dat gyng de harkers dan wer to fier en soms weagen se it en liz tsjin him yn. Dat oardiel, seine se, dat soe dochs fêst wol hwat tafalle, hwant hja wiene bern fan Abraham en God soe dochs de bern fan syn forboun net forwerpe? De profeet seach har strak oan en mei snijende spot sei

er: ‘Mien net dat jimme better binne as oare folken, om't jim út it geslacht fan Abraham binne, hwant God is machtigernôch om út dizze stiennen Abraham bern to jaen.’

Mar net allinne dat èr nuodlike dingen sìzze doarst, hy wie yn alles oars as gewoan. Sa wie it in âld gebrûk yn Israël dat in heiden dy't him bikearde ta God, earst doopt wurde moast, ear't er opnommen wurde koe yn it forbân fan it hillich folk. In prachtich symboal wie dat: in heiden gyng ûnder yn it wetter, ûnrein en ûnhillich, en as er opriisde út 'e doop, wie er in oar minske wurden, in soan fan Abraham en in bern fan God. Mar nou wie dizze profeet der mei bigoun om ek echte Joaden to dopen, lyk as wiene se neat better as de bline heidenen! Hwer bleau op sa'n manear it ûnderskie tusken de heidenfolken en it eigen folk fan God? Of soe it dan dochs wier wêze hwat dizze Godsman sei, dat ek Israël ûnder it oardiel lei en skuldich stie foar God? En mei klopjend hert harken se fierder nei Johannes' wurden.

‘It keninkryk Gods is nei oan’, rôp er, ‘bikear jimme dan, dat jim der ek diel mei oan ha meije. It is net wier, hwat de Farizeën sizze, dat it keninkryk net komme kin ear't it folk fan Israël de hiele wet fan Mozes hâldt: it komt ek sûnder jimme trou en sûnder jim wetsbitrachting, mar dan komt it as in straf. En ik siz jimme, dat it nou mei hasten komt en dat it heech tiid wurdt dat jim jim bikeare. Harkje dan nei myn wurd en lit jim dope yn dizze Jordaen, mar bitink, dat it mei dizze wetterdoop net ta kin. Hwant nei my komt Ien dy't mear is as ik; ik bin net weardich syn slaef to wêzen en Hy sil dope mei de Hillige Geast en mei fjûr. Hwant as jim jimme herten bikeare en him oannimme, dan sil er syn Geast yn jim herte jaen, mar elk dy't him net oannimt, dy sil er dope mei it fjûr fan syn gleone grime. Hy komt ta dit folk, ta syn Israël, sa't in boer op 'e terskflier komt: hy sil al it weet suverje en de goede kerlen sil er bringe yn syn skuorre, mar it tsjêf sil er forbaerne yn it ivich fjûr. Bikear jimme dan, nou't it noch tiid is, dat jim weet wêze meije en gjin tsjêf....’

En elke kear as er sa spriek, wiene der minsken dy't birou hiene oer har sûnden en dy't har bikeare woene. Bang en beevjend gyngen se nei Johannes ta en fregen om 'e doop; dan naem er har mei yn 'e rivier, lei har de hân op 'e holle en dompele har ûnder. In tel-mannich letter riisden se wer op út it wetter, as nije minsken en bliid en tankber gyngen se nei hûs en brochten it boadskip fan birou en bikearing oan elk dy't it hearre woe.

* * *

Sa kaem it dan dat der al mear minsken nei de Jordaen-delling trieken om de Doper to hearren en elk dy't it ynmoed wie mei syn birou, waerd doopt. Op in kear, doe't der wer in hiel selskip ûnderdompele wie, fregen se him hoe't hja nou fierder libje moasten. Hja tochten dat er har in lange rige foarskriften jaen soe, swierder noch as de wet fan Mozes en swierder as de ynsettingen fan de Farizeën. Johannes sei allinne mar: ‘Dy't twa liifrokken hat, lit dy diele mei hwa't gjin hat en dy't iten oer hat, dy moat allyksa dwaen.’ Forheard seagen de dopelingen him oan. Koe it mei sa'n bytsje ta? Kaem der wier net mear? Koe men diel hawwe oan it keninkryk foar in simpele liifrok en in bytsje iten? Johannes glimke: better as al dy minsken wist er, hoe swier it is om wei to jaen fan jins bisit. Mar as hja har wier bikeard hiene, dan soe God har krêft jaen om it dochs to dwaen.

Op in oare kear kamen der soldaten en tolgearders by Johannes en fregen hwat hja dwaen moasten om diel to hawwen oan it keninkryk. De omstanders seagen frjemd op; koe dat ek, dat tolgearders en soldaten har bikearden ta Israëls God? Tolgearders, dy stiene yn tsjinst fan 'e Romeinen en moasten skatting ynfoarderje foar de fijân en, lyk as wie dat noch net moaijernôch, de measten namen ek noch to folle en hâldden dat foar harsels: der wiene guon dy't earm bigounen en har yn

in jier of hwat ryk stielen. En dan dy soldaten, Israëliten, dy't frijwillich yn it leger fan 'e fijân tsjinnen, dy't de spiiswetten net hâldden en de sabbat brieken, - dy wiene gjin hier better. Mar Johannes soe har fêst wol sizze hwêr't it op stie en har oan it forstân bringe, dat der yn it kommend keninkryk gjin plak wie foar sok forrieders-folk. Hy soe har faeks dope, mar dan soene se earst om oar wurk sjen moatte en in nij libben bigjinne. En tichter krong it folk om Johannes gear, om alles to hearren, dat er to sizzen hie. It foel har tige ôf: tsjin de soldaten sei er allinne mar dat hja net plonderje mochten, mar tofreden wêze moasten mei har soldij en tsjin de tolgearders, dat hja net mear jild ophelje mochten as foarskreaun wie. En dat wie nou dy rûge profeet, dy't alles wol sizze doarst en dy't hja oansjoen hiene foar in twadde Elia....

En letter, as men it yn it minst net forwachte, dan koe er sa mar forheftich útfalle tsjin minsken, dêr't alleman by opseach! Der kamen op in goede dei forskate Farizeën en Sadduceën op Johannes ta en fregen oft er har ek dope woe. It joech suver in opskuor dêr oan 'e kant fan 'e Jordaen. It moast wol in great profeet wêze, dat sels de hege hearen út Jeruzalem syn doop bigearden! Hy soe wol bliid wêze mei dizze eare en tsjin it folk sizze, dat nou to-minsten gjin ien mear binefter hoegde to bliuwen. As de lieders foargyngen, dan paste it gewoane minsken to folgjen.

Mar Johannes de Doper wie net bliid mei de komst fan dizze mannen. Wis, as hja wier birou oer har sûnden hiene, dan soe er har mei blydskip dope, like-

goed as doe de tolgearders en de soldaten, mar hy wist mar al to goed, dat it sa net wie. It wie hielendal har doel net om har to bikearen, hwant hja mienden yn har greatskens, dat hja better wiene as oare minsken. Hja woene har allinne mar dope litte om letter yn 'e gunst to kommen by de kening, dy't komme soe en dy't dizze rûge profeet as syn heraut foarútstjûrd hie. It koe noait kwea, tochten se, sa'n doop yn 'e Jordaen en hwa wist hwat heech amt de Messias har letter jaen soe! Mar al hwat hja tochten wist de Doper en fol grime rôp er har to-mjitte: ‘Njirrebrod, miene jim nou wier, dat jim troch de doop it oardiel ûntrinne sille? De Messias, as Er komt, sil jimme dope mei it fjûr fan syn grime, hwant Hy wit hwat der yn jimme herten is.’

De Farizeën en Sadduceën stiene forbûke by dat strange wurd. Krekt om't hja djip yn har hert wol fielden dat it wier wie, krekt dêrom waerden se nammersto lilker. ‘Njirrebrod’, neamde er har! In freeslik wurd wie dat: in nêstfol kronkeljende, forgiftige slangen bitsjutte it, en sa doarst er har to neamen, de foargongers fan Gods hillich folk! By sa'n man hiene se gjin boadskip mear; dat koe gjin profeet des Heare wêze! En tusken de skaren troch rounen se werom, heech en greatsk, en seine gjin wurd. De Doper hie by har ôfdien! It waerd heech tiid, dat it Sanhedrin to Jeruzalem in ûndersyk ynstelde en sei hwat hja fan dizze ‘profeet’ tochten.

* * *

En sa barde it dan, dat in tige heech en wichtich selskip út Jeruzalem de stap sette nei de Jordaen om ris to sjen oft dy frjemde profeet nou wier út God wie, of net. Fansels, as Johannes werklik fan Godswegen stjûrd wie, dan soene se nei him harkje moatte, mar it lei har by, dat it sa net wêze koe. Ien dy't de liedslju fan it folk foar slangen útmakke en dy't him ôfjoech mei tolgearders en mei soldate-folk, dy koe net út God wêze. En as er gjin godlike opdracht hie, as er him sels mar foar in profeet útjoech, dan moast him it swijen oplein wurde. It Sanhedrin hie om lytser forgripen wol minsken stiennigje litten! En dizze kear, as it ta in rjochtsaek kaem, soene Farizeën en Sadduceën net foarinoar oer stean: tsjin dizze falske profeet soene se ien line lûke! Mar yn elk gefal moasten se him earst noch hearre en syn wurden hifkje: as it om dea en libben gyng mocht men net ôfgean op hwat oaren seine.

Hja praetten der ek net om hinne, dizze preesters en Leviten, en stelden fuortdaliks de fraech: ‘Hwa binne jo?’ Johannes bigriep wol, hwat hja bidoelden: net hoe't syn namme wie en hwa't syn heit west hie, woene se witte, mar hwat syn wurk wie en hwa't him stjûrd hie. Hy antwurde: ‘Ik bin de Kristus net!’

It foel de mannen út Jeruzalem net ienris ôf, dat antwurd. Nei hwat hja fan him heard hiene, hiene se tocht, dat er himsels foar de Messias útjoech. En suver hwat mylder, seine se: ‘Hwat dan? Binne jo dan Elia, dy't út 'e himel delkommen is om de komst oan to kundigjen fan 'e Messias-kening?’ Johannes skodholle. ‘Dy bin ik net.’ En wer fregen se: ‘Mar binne jo dan de Profeet, dy't komme soe?’ Johannes antwurde: ‘Né, ek dy bin ik net.’

Mar sa kamen se gjin stap fierder. Hja hiene de reis út Jeruzalem wei net makke om to hearren hwat dizze man *net* wie, mar om to witten hwat er *al* wie! En hwat soene se de hege hearen fan it Sanhedrin sizze, as hja net mear wisten? En ûngeduldich fregen se jitris: ‘Hwa binne jo dan? Hwat sizze jo fan josels? En as jo dan net de Kristus binne, noch Elia, noch de Profeet, hoe doare jo dan de minsken to dopen?’

Johannes antwurde earnstich: ‘Ik bin de kening net, mar ik bin de heraut, dy't foar syn antlit útgiet om it paed foar him to sljochtsjen. Ik bin net oars as de Stim dy't ropt: Klearje yn 'e steppe de wei des Heare, sljochtsje yn 'e wyldernis in hearrewei

foar ús God. Jim kenne dat wurd? It stiet yn it boek fan 'e profeet Jesaja en doe't dy it spriek, tocht er oan my. Hwant ik siz it jitris: ik bin de heraut fan 'e kening dy't komme soe en dit Israël is as de wyldernis: it moat him folslein foroarje ear't it syn Messias ûntfange kin. Harkje dan nei myn rie, bikear jimme en lit jim dope....'

* * *

De hege hearen reizgen werom nei Jeruzalem. It like har nearne net nei om har fan Johannes dope to litten en skuld to biliden foar al dat folk dêr by de Jordaen. Oan 'e oare kant like it har ek net nedich om dy profeet nou daliks al foar it rjocht to daegjen: hy hie him to-minsten net foar de Messias sels útjown en dêr kaem noch by, dat it folk tige heech by him opseach. As hja him ophellen en foar it Sanhedrin brochten, koe der maklik oproer fan komme en oproer, dat wie it lêste dat hja ha koene. Dat it wie mar it bêste en lit him stil gewurde: de iene of oare kear soe it folk fansels syn nocht wol fan him krije. En ûndertusken koene se him goed yn it each hâlde en oppasse dat er net to fier gyng; as it nedich wie, koe de Rie altyd noch fanwegen komme.

Johannes de Doper wist net hwat de députaesje út Jeruzalem oer him bisletten hie; it kaem der nammers ek net op oan: God hie him oplein to sprekken en sa lang as er koe, soe er it wurd fan God bringe sa't de Geast it him to sprekken joech. Net it Sanhedrin soe útmeitsje oft er sprekke of swije soe: dat stie allinne oan God en oan 'e Messias, hwaens heraut hy wêze mocht. As er nou mar gau kaem, de fan God Biloofde....

Doop fan Jezus
164

En doe op in dei, sûnder dat de Godsman in iepenbiering hawn hie oer syn komst, stie de Heare Jezus foar him en frege oft Johannes ek him dope woe. De profeet waerd suver kjel fan dy ûnforwachte fraech. Hy koe noch net witte dat Jezus op ierde kommen wie, net om as kening to hearskjen oer Israël en de folken - dat sil net earder wêze as oan 'e ein fan 'e ieuwen! - mar om de sûnden fan 'e minsken to dragen en om foar har de wet fan God to folbringen; hy bigriep net dat Jezus de doop bigearde om 't ek hy ûnder de wet wie en om't ek hy de skuld fan 'e sûnde droech, al wie it dan ek om de sûnden fan oaren. En om't Johannes dat net wist, koe er der net ta komme en doop de Heare. Dy't doopt waerd, dy moast birou hawwe oer syn sûnden en ré wêze om in nij libben to bigjinnen, mar dat koe net jilde foar Jezus, dy't noch noait kwea dien hie. Hwant hy hie noch wol gjin iepenbiering hawn dat de soan fan Maria de kening wie dy't komme soe, mar hy hie der wol faek oer tocht en hy wist to folle fan him om him to dopen yn 'e Jordaen. Dei op dei hie er it folk foar hâlden dat de doop-mei-wetter it echte net wie en dat der Ien komme soe dy't dope koe mei de Geast en mei fjûr - en soe er dan nou dy Iene dochs noch de wetterdoop jaen? Hwat mochten de minsken dan wol tinke? En earbiedich sei er: ‘Heare, ik haw nedich fan Jo doopt to wurden en komme Jo nou ta my?’

De Heare Jezus waerd net lilk doe't Johannes him sa tsjinspriek en bistrafte him net; it wie ommers allinne út earbied dat er him net dope woe. Mar al miende er it goed, de Godsman, hy moast dochs dwaen hwat him oplein waerd. As de Kristus sels de wet folbringe moast en de doop ûndergean, hoefolleste mear moast de Doper dan syn plicht net dwaen?

‘Lit my nou’, spriek Jezus earnstich, ‘hwant sa foeget it ús om alle gerjochtichheit to folbringen.’ En nei dat wûnder wurd doarst Johannes net langer wegerje. Hy bigoun der hwàt fan to bigripen, dat ek de Heare Jezus ûnder de wet wie, dat ek de Kening net syn eigen wegen gean mocht, mar dat er it wollen dwaen moast fan syn Heit yn 'e himel. Mar as it sa stie mei Jezus, dan paste it in profeet net om tsjin him yn to lizzen. Djip bûgde er de holle. ‘Heare’, stammere er, ‘folgje my en ik sil Jo dope.’ En to-gearre, de Doper en de Kristus, gyngen se del nei it wetter.

Johannes wist al lang net mear hoe faek er hjir yn 'e Jordaen stien hie to dopen, en elke kear weroan wie it him in freugde, mar sa as nou hie it noch net earder west. Earbiedich lei er syn hannen op Jezus' holle en hoeden dompele er dat hillich haed yn it wetter. Syn Kening, dy't bûge woe by him, ûnder syn ûnhillige hannen! Ja, hy leaude nòch dat Jezus fan Nazareth ien kear Kening wêze soe en hearskje oer alle lannen - mar hy wist nou dat er ek mear koe as hearskje allinne: dat er syn folk ek tsjinje woe en it rêdde fan sûnde en kwea.

* * *

Doe't hja, nei de doop, wer to-gearre wiene oan 'e kant fan 'e rivier, liet de profeet yn him omgean hoe't it nou fierder mei him komme soe. Hie dit syn lêste wurk nou west, de bikroaning fan al syn arbeid? Soe Jezus nou sels troch de doarpen en stêdden fan Israël gean en mocht hy, Johannes, him dan folgje en harkje nei syn wurden? Hy woe it graech witte, mar it paste him net to freegjen.

Hy seach hoe't de Heare Jezus de hannen omheech heve en bigoun to bidden; hy wist fansels net hwat er frege en hy koe net witte, dat it in gebet wie ek foar him. En doe ynienen skoude dêr, rjocht boppe de biddende Kristus, de himel iepen en

út dy blinkende himel wei kaem in wite dou op Jezus del en in lûde stim, heech boppe him, spriek: ‘Dit is myn leave Soan, yn hwa't Ik myn wolbihagen haw.’

In greate, djippe freugde roun oer syn klopjend hert. Hwat wie dit hearlik! Dat de Heare nou ta him, in sûndich minske, sprekke woe! En dat er dy wite, blinkende dou sjen mocht, dy wûnderfûgel dy't oars net wêze koe as in teken en symboal fan de Hillige Geast. Nou wist er dan dat Jezus de Iene wie, dy't dope soe mei Geast en mei fjûr! Dit forgeat er noait wer! En fan dizze kening, dy't de Soan wie fan God, hie hy de heraut west.

Yn greate spanning wachte er, hwat Jezus him opdrage soe. Nei dy iepenbiering út 'e himel, wie alles mooglik. Mar de Heare Jezus hie him neat mear to sizzen; hwat er witte moast hie God sels al sein. Johannes seach hoe't de Heilân fuort gyng, hastich suver, net oars as waerd er dreaun fan in heger macht. En net de kant nei Jeruzalem gyng er op, nei syn folk en nei de hillige timpel, mar nei de iensume, toarre wyldernis oan 'e oare kant de Jordaen.

Lang seach de Doper syn Kening nei, in Kening sûnder kroan en skepter, sûnder leger en sûnder

wapens. Hy hie it him destiids yn 'e wyldernis al oars foarsteld. Mar nou't er de Hillige Geast delkommen sjoen hie út 'e himel en njonken Jezus stien hie yn 'e rivier, nou wie it oft er him noch neijer kommen wie, oft er noch mear langst nei him hie. Hy soe wachtsje, sa lang oant Jezus werom kaem en noch earnstiger as earst, noch twingender soe er ta it folk sprekke fan 'e Messias dy't kommen wie.

Forsiking
165

De Heare Jezus, doe't er daliks nei de doop de heuvels oer de Jordaen yntriek, hie wier net folle fan in machtich kening en nimmen soe yn dy iensume reizger yn syn simpele, wite mantel, de Messias sjoen hawwe, dy't optriek, de fijân fan syn folk tomjitte. En dochs wie it sa: yn dat wylde lân sûnder minsken wachte de Satan op him en hy wist dat de striid bitter en swier wurde soe. Mar hy wist ek dat it syn plicht wie om to gean dêr't de Geast him hinne dreau en dat er oan 'e ein de oerwinning bifjochtsje soe.

It wie ek net de earste kear, dat de Satan syn bêst die om it wurk fan 'e Kristus to forsteuren; fan âlde tiden ôf hie er al bisocht om it folk fan God to fordylgjen en sa de berte fan Gods Soan to forhinderjen. Altyd wer hie er Israël forlokke ta de tsjinst fan frjemde goaden en machtige fijânnen hie er op har loslitten: de Farao fan Egypte, de keningen fan 'e Filistinen, de wrede Haman, Antiochus, en it lêst Herodes. Mar alle oanslaggen wiene mislearre en nou soe er sels de oanfal bigjinne, net mei macht en gewelt fan minsken, net mei swurd en spear en skyld, mar mei geastlike wapens. Hy woe bisykje om Jezus ta sûnde to forlieden en as him dat slagge, dan hie er mei ien slach alles woun. Noait soe Jezus de sûnden fan oaren weinimme kinne, as er sels sûnde dien hie, noait soe er syn folk it libben jaen kinne as er sels de dea skuldich wie! O, hy hope sa dat er nou dizze kear de slach winne soe! Ien kear, lang forlyn hie er de minske forlaet yn in paradys fol fruchten, it moast mooglik wêze de Minskesoan to forlieden yn dizze toarre steppe!

Mar hoe great syn haet ek wie tsjin de Kristus en hoe't it him ek dreau, hy gyng net daliks de kampslach oan. Jezus soe wurch wurde yn dizze treasteleaze steppe - hjir wiene gjin stimmen út 'e himel en gjin oanspraek fan profeten! - hy soe honger krije en dan kaem *syn* kâns. Fjirtich lange dagen folge er de Heilân oer de toarre heuvels en wachte op in gaedlike gelegenheit om ta to slaen.

En al dy tiid, hoewol't er him net sjen koe, wist de Heare Jezus dat de Satan deun by him wie; al dy wiken wachte er op 'e stim fan 'e forlieder. It wie hast net to dragen, dy spanning, mar hy tocht oan it greate wurk dat er dwaen moast en oan God, dy't him seach yn dit iensum lân en dy't him helpe soe. Dêr joech er him sa yn, dat er alles om him hinne forgeat en al dy fjirtich dagen en nachten iet er net en fielde er gjin honger. Mar sa koe it net altyd bliuwe; hy wie in gewoan minske en oan 'e ein fan dy lange fêsten naem it lichem syn rjochten en koe er net mear. De honger waerd sa fûl, sa ûndraechlik, dat er hast net mear tinke koe en safier't syn wurge eagen sjen koene, wie der neat to iten. Gjin doarp wie der yn dizze keale bergen, gjin hûs, gjin beam dy't fruchten droech en him brochten de raven gjin spize, lyk as by âlds oan Elia....

* * *

En doe, yn dy uterste need, wie ynienen de Satan by him en njonken him spriek in stim: ‘As Jo dan Gods Soan binne, siz dan tsjin dizze stiennen, dat se brea wurde moatte.’ De Heare Jezus hie it forwachte, Hy wist dat de forlieder him socht, mar

nou't it sa fier wie, wie it wol in slimme forsiking. Noch fûlder stiek de honger, nou't dy swiete, lokjende stimme spriek fan brea-út-stiennen. En it koe! Hy hoegde mar ien wurd to sizzen en dizze toarre wyldernis soe him brea jaen, mear as er ite koe.... Mar hy mocht it net dwaen. Der kaem in tiid dat er wûnders dwaen moast, it hearde by syn wurk, mar it mocht allinne op Gods tiid en noait op oanstean fan 'e duvel. Honger to hawwen wie wol tige swier, mar it wie better as tsjin 'e Geast yn to gean en sûnde to dwaen. En tsjin 'e Satan sei er: ‘Der stiet biskreaun: Net fan brea allinne sil de minske libje, mar fan alle wurd, dat ta Gods mûle útgiet.’

It wie in wurd út it boek fan Deuteronomium en de Godsman Mozes hie it sein tsjin it folk yn 'e wyldernis. It brea is de minske jown ta libbensûnderhâld, mar as God it wol, dan kin it ek sûnder brea: dan spriedt er it manna foar syn hongerjende bern. Yn dìzze wyldernis wie ek gjin brea: mar as God Syn mûle iependie soe der dochs spize wêze. Syn Soan soe net

fan honger omkomme en hy hoegde de wet net to brekken om yn it libben to bliuwen.

* * *

Doe naem de Satan Jezus mei en brocht Him nei de timpel, op it heechste plak. Gjin minske koe har dêr sjen en gjin minske kin oait witte hoe't it krekt west hat, mar it wie dochs wier, en wylst er wiisde nei de djippe ôfgroun, spriek de Satan: ‘As Jo Gods Soan binne, werp Jo dan fan boppen del, hwant der stiet biskreaun: Syn ingelen sil Hy oer dy hjitte en hja sille dy op 'e hannen nimme, datst dy de foet oan gjin stien stjitte silst.’ Syn stim klonk suver from, doe't de forlieder dat wurd út 'e psalmen sei. Tsjin in tekst út 'e Bibel soe Jezus dochs neat ynlizze kinne. O, as er it nou ris die, en yn dy djipte sprong.

Mar de Heare Jezus antwurde: ‘Der stiet ek biskreaun: Dû silst de Heare, dyn God, net forsykje.’ Ek dizze kear wie it wer in wurd fan Mozes, dat Jezus oanhelle: it bitsjutte dat noait in minske de Heare hifkje mei, om to sjen oft Er machtigernôch is. Hwa't him moedwillich yn it gefaer bijowt en dan easket dat God him helpe sil, dy docht in great kwea.

* * *

Twaris hie de Heare Jezus nou de duvel ôfwiisd mei in wurd út 'e Skriften, mar noch joech de Satan it net oer. Dizze kear fierde er de Heilân op in hege berch en yn ien kear liet er him de hiele wrâld oersjen. It wie in machtich gesicht, al dy keninkriken fan 'e ierde, alle bergen en heuvels, alle bosken en streamen, alle wide flakten mei de greate, sterke stêdden en de Heare Jezus wist, dat er ien kear hearskje soe oer al dy wielde. Kening soe Er wêze fan alle lannen, fan alle folken, yn alle ivichheit. Mar earst moast er noch folle lije, mear as oait in minske lit hie op 'e wide wrâld en stjerre, in wrede, bittere dea....

En njonken him sei wer dat twingend lûd: ‘Dat sil ik Jo allegearre jaen as Jo ien kear my to foet falle en my oanbidde.’ It hearde sa moai: hiel dy ierde, dêr't sa folle smert en pine is, sa folle ûnrjocht en sûnde, soe fan Jezus wêze, dat hy syn ryk fan frede en rjocht bigjinne koe. De Satan soe him net mear mei de minsken bimuoije, hy soe har net langer ta sûnde forliede, har net mear opsette tsjin God en tsjin elkoar, der soene gjin oarloggen en rampen mear wêze, gjin sûnde mear en gjin hate. En al dat heil wie to krijen foar ien simpele fuotfal, ien koart gebet.... ‘As Jo my oanbidde.’ Mar it wie net wier hwat de Satan sei! As er de forlieder oanbidde soe, dan die er in greate sûnde en hoe soe er de fallene bern fan Adam rêdde, as er sels yn sûnde foel? It koe net; it heil koe net, koe noait fan Satan komme! It koe net en it mocht ek net! Trijeris hie de Satan him nou forliede wollen, mar nou liet er it net langer ta. Hy hie de striid, dy't de Heit him oplein hie, oan 'e ein ta striden: net langer soe de forlieder him hjitfolgje. En yn in greate, hillige grime spriek er: ‘Gean by my wei, Satan, hwant der stiet biskreaun: ‘De Heare dyn God silstû oanbidde en Him allinne tsjinje.’ En foar dat wurd flechte de Satan....

* * *

Tusken de heuvels stie de Heare Jezus, wurch en swak fan 'e honger, mar bliid om't er yn dizze earste kampslach de duvel oerwoun hie. Hy wist net hoe't er hjir wer weikomme moast: der wie gjin minske om him to helpen en hy koe gjin stap mear rinne. Mar hy wist, dat alles goed komme soe. It hinget net oan brea allinne, mar oan alle wurd dat út Gods mûle giet....

Doe spriek de Heare yn 'e himel en ingelen sweven del en brochten Jezus spize. Nei 't er iten hie - en wûnderlik forkwikten him dy himelske spizen - sette er de stap werom, de kant op nei de Jordaen.

Learaer en Learlingen
166

Hwant nou, nei dizze lange, swiere wiken yn it iensume heuvellân, wie de tiid kommen dat de Heare Jezus syn wurk yn Israël bigjinne soe en dat de Geast him dreau nei syn folk. Mar net nei de timpel to Jeruzalem teach er en net nei de hege hearen fan it Sanhedrin, mar yn Galiléa moast er wêze, yn datselde Galiléa dêr't de Farizeën gjin goeds fan hearre koene. Hwant dêr, oan 'e kant fan 'e Mar fan Gennésareth, dêr hie de Heit yn 'e himel in mannich mannen útkard dy't syn learlingen wurde moasten en dy't letter syn evangeelje forkundigje soene, oan Israël earst en dan ek oan 'e heidenen. It wiene wier gjin wize en forname lju, dy Galiléers: it wiene mar gewoane fiskers dy't mei swier wurk de kost fortsjinje moasten, mar Gods

Geast soe op har komme en yn syn namme en yn syn krêft soene se greate dingen dwaen. Hwant altyd wer kiest de Heare ta syn tsjinst de earmen en de lytsen út, de needrigen en de forachten, om biskamme to meitsjen al hwat heech is en great.

En sa gyng de Heare Jezus dan op reis, nei't er de fijân forslein hie, om de mannen to sykjen dy't op ierde syn freonen wêze soene. Mar trije fan har, hoewol't hja ek Galiléers wiene, foun er by de Jordaen, ûnder de learlingen fan Johannes.

Johannes de Doper hie faek oer Jezus tocht, al dy wiken sûnt er him doopt hie yn 'e Jordaen en gâns dingen wiene him dúdliker wurden. Iderkear, foar de doop, hie er oer him sprutsen as oer in machtich kening, dy't komme soe om syn folk to forlossen en syn fijannen to straffen - hy wist dat er gjin wurd to-folle sein hie - mar nou wist er dat Jezus net daliks kening wurde koe en dat er alderearst kommen wie om syn folk to forlossen fan sûnde en kwea. Dy deis, doe't Jezus werom kaem út 'e steppe, stiene der twa Galiléers by Him, twa mannen dy't Andréas en Johannes hieten en, wylst er wiisde op Jezus, sei er earnstich: ‘Sjoch, it Laem fan God.’

De beide mannen bigriepen dat wûndere, djippe wurd net daliks, mar hja wisten wol hwat Johannes bidoelde. Dat is nou dy Iene, woe er sizze, dy't nei my komme soe en dy't mear is as ik en ik fyn it goed dat jim my nou forlitte om him to folgjen. Ien koart momint stiene se yn bistân. Om Johannes hiene se wurk en hûs forlitten, hja wiene syn learlingen wurden en seagen heech by him op; koene se him dan nou yn 'e steek litte en mei Jezus gean? Mar har twastriid wie ek sa mar oer. Johannes hie noait oars dien as har hinne wize nei de kommende Messias; hwat koene se dan better dwaen as syn rie opfolgje? Net by de heraut wie to-nei har plak, mar by de kening sels. En hastich gyngen se de wei op, achter Jezus oan. Doe't hja him ynhelle hiene doarsten se him net oansprekke. ‘It Laem fan God’, hie Johannes sein. Mar soe er dan wol fan har witte wolle, twa gewoane minsken?

En dêrmei seach Jezus om en frege: ‘Hwat sykje jimme?’

Earbiedich fregen se: ‘Rabbi, hwer wenje Jo?’ As dizze iensume reizger de Messias wie, dan soe er wol bigripe dat hja to folle fragen hiene om hjir op 'e wei alles to sizzen en dan soe er har wis mei nimme nei syn hûs.

‘Kom dan mei my,’ spriek Jezus ‘en jim sille it sjen.’

Dy hiele dei bliuwen se by Jezus en doe't hja de jouns wer hwerom gyngen wisten se dat dizze Rabbi út Nazareth de Messias-kening wie. Noch mar ien dei koene se him, en nou hiene se him al leaf en hja woene alles wol foar him dwaen. Doe't Jezus har frege hie oft hja mei him woene nei Galiléa, hiene se daliks sein fan ja. Hja woene neat leaver as noch langer by dizze Rabbi wêze en noch mear mei him prate en fan him leare.

Yn har greate blydskip dat hja nou de Kristus foun hiene, de Iene, dêr't Johannes sa faek fan sprutsen hie, koene se hast net fan har rykdom swije. Fansels, dit wie to great en to hearlik om der mei elken-ien oer to praten, mar Andréas hie in broer, dy't ek in learling wie fan de Doper en dy moast it ek witte! Hy socht him op en rôp him to-mjitte: ‘Kom Simon, hwant wy hawwe hjir de Messias foun, dêr't wy al salang nei útsjoen hawwe.’ Simon gyng daliks mei en sadré't hja by Jezus wiene, spriek de Heilân: ‘Nou bistû noch Simon, de soan fan Jona, mar ienkear silstû “Cefas”, dat is: “Rotsstien” neamd wurde.’ En fan dy ûre ôf leaude ek Simon, de fiskerman út Bethsaïda, yn Jezus fan Nazareth.

* * *

Om dyselde tiid, noch ear't hja op reis gyngen it Noarden yn, trof Jezus noch in jongeman út deselde stêd dêr't ek Petrus en Johannes wennen: Filippus. Hy seach him oan en spriek allinne mar: ‘Folgje my.’ Doe wie ek Filippus ré om de Doper to

forlitten en de kening to folgjen. Mar ek hy hie dêr noch in freon dy't wachte op 'e komst fan 'e Messias en dy moast it greate nijs dochs ek witte. Yn alle haest gyng er der op út om him to finen en hy trof him, earne by in hûs, dêr't er yn it skaed fan in figebeam siet. Hy wie in tige from man, dizze Nathanaël, út Kana yn Galiléa en hy soe wis tige bliid wêze as er alles wist.

'O, Nathanaël,' rôp Filippus, 'nou haw ik bliid en wûnder nijs. Dyjinge, dêr't Mozes oer skreaun hat yn 'e wet en dêr't de profeten fan sprutsen hawwe, dy ha wy hjir nou foun: Jezus, de soan fan Jozef, út Nazareth.'

Nathanaël seach binijd nei syn freon. Hoe wie dy kalme Filippus ynienen sa bliid, sa optein suver? Hoe blonken syn eagen sa? Ja, as er wier de Messias foun hie.... Mar dat koe ommers net! Men hoegde noch gjin skriftgelearde to wêzen, om to witten, dat de Kristus Gods net út Galiléa komme koe! En twivelich sei er: 'Ut Nazareth, kin dêr hwat goeds weikomme?' Filippus sei oars net as: 'Kom en sjoch.'

Nathanaël riisde oerein. It koe net, mar dochs doarst er net to wegerjen. En wylst hja nei it plak gyngen dêr't Jezus op har wachte, wie it oft in oare stim, de stim fan God, yn syn hert deselde wurden sei: Kom en sjoch. En doe't er by Jezus wie, noch ear't er him groete hie, sei Jezus tsjin him: 'Sjoch, dit is nou in Israëlyt, dêr't gjin bidroch yn is.' Nathanaël wist net hwat er hearde. Hy wie in man dy't it heil allinne fan God forwachte, net ien dy't as Jacob syn eigen, slimme

wegen gyng. Hy wìe werkelik in Israëlyt en gjin Jacobs-soan, mar hoe wist dy frjemde Rabbi dat?

‘Rabbi,’ sei er, ‘hoe kenne Jo my?’

Jezus antwurde: ‘Ear't Filippus dy rôp, doestû ûnder de figebeam sietst, doe seach ik dy.’ En by dat wurd fan Jezus foel alle twivel by Nathanaël wei. Dit wie in wûnder! Dy rabbi, dy't him fan fierrens seach en dy't lies yn syn djipste hert, dat koe gjin gewoan minske wêze. ‘Rabbi’, rôp er, ‘nou wit ik dat Jo Gods Soan binne en de kening fan Israël.’

De Heare Jezus naem wer it wurd. ‘Dû leaust, Nathanaël, allinne om't ik dat wist fan dy figebeam? It is goed, mar dû silst greater wûnders sjen! Hwant wiswier, wiswier siz ik jimme: jim sille de himel iepen sjen en Gods ingelen, opfarrende en delkommende op my, de Minskesoan.’

Net lang nei dy wûndere moeting gyngen se op reis nei it Noarden, Jezus en syn fiif learlingen. Op 'e lange, stille wegen, wylst hja harken nei syn wurden, wie it har as hiene se him lang al kennen....

Brulloft to Kana
167

In dei-mannich nei't Jezus yn Galiléa kommen wie, trouden der in pear jonge minsken yn it stêdtsje Kana en waerden ek Maria en Jozef ta de brulloft bean. De learlingen tochten fêst dat Jezus der net hinne gean soe. Sels Johannes de Doper, dy't dochs net mear wie as de heraut fan 'e kening, gyng net nei sokke feesten en dronk gjin wyn; dat as de tsjinner al sa strang wie en alle ierdske freugden mijde, hoefolleste mear dan de kening net! De Kristus Gods hie wier wol oare dingen to dwaen as oansitte oan in brullofts-dis.

Dat hja waerden suver kjel, doe't de Heare Jezus har rôp en sei dat hja nei de brulloft moasten. Koe dat dan sa mar, dat de Messias oansiet op in fleurich feest, by al dy gewoane minsken? Hie de Doper dan sa fier mis west, doe't er nei de wyldernis triek en sprinkhoannen iet en wylde hunich? Mar al koene se it dan net rjocht goed krije dat Jezus nei Kana gyng, hja wiene dochs daliks ré om mei: hja wiene syn learlingen en it paste har net om tsjin him yn to lizzen. Hja leauden yn him en hiene him leaf krige dy dagen dat hja by him west hiene en hja bitrouden dat hy it bêste wist hwat goed foar har wie.

* * *

En sa gyngen se dan it paed oer de heuvels, fan Nazareth nei Kana, en sieten oan op it blide feest. En it spiet har net, dat hja him folge wiene op dizze frjemde reis. Hja hiene op it wûnder wachte, it greate wûnder dat hy dwaen soe, mar wie dit dan al net in wûnder, dat er hjir sitte woe yn dit boere-hûs, by dizze gewoane minsken, de Soan fan God by it sljochtwei folk? Né, it koe net forkeard wêze en gean mei Jezus nei de brulloft: it wie oeral goed dêr't hy mei hinne gyng. En hwerom soe hy, dy't ek in minske wie, net bliid wêze mei de bliden en tankber foar it lok fan dit jonge pear?

Mar wylst de learlingen har wille hiene oan it fleurich feest, hie Maria, de mem fan Jezus, har swiere soargen. Om't hja út 'e kunde wie, hie se it hiele feest meiholpen en sadwaende wist hja dat der wyn to min wie. Hja wiene net út in rike famylje, de breidgeman en syn jonge frou, en it wie har skuld net dat hja gjin jild hiene om by to keapjen, mar de skande soe der net minder great om wêze. Strak moasten se de hofmaster roppe en sizze dat de wyn op wie en dan soe de blide

brulloft in ûntidich ein nimme. Hwat soe der oer praet wurde yn it lytse stedtsje, tiden letter noch, hwant krekt sokke dingen forjitte de minsken net. Noait soe er de holle wer opstekke doare, de breidgeman, nei dizze dei....

Maria en de mannen dy't bitsjinnen hiene alles dien om roun to kommen: hja hiene de wyn mear oanlange as oars wol koe, mar it holp net en hja seagen nou wol dat it net lang mear duorje koe. En doe, wylst de tsjinners de lêste wyn yn 'e kannen skepten, tocht Maria oan Jezus. Hy hie fiif learlingen mei nei de brulloft nommen en der hiene mear west dy't machtiger kamen as dêr't op rekkene wie - it wie net mear as billik dat er nou ek holp. Hy koe dochs ek net wolle dat dy jonge minsken bipraet waerden en dat de brulloft mislearre? Hja wist fan tichteby hoe lang't hja sparre hiene en hoe't der útsunige wie om alles foarinoar to krijen.

En net allinne, dat dy minsken holpen wiene, mar it waerd dochs ek tiid dat Jezus in wûnder die en dat de minsken wisten hwat hja oan him hiene. Hy wie dochs de Messias, mar hoe soe it folk dat witte, as er gjin wûnders die? Dy fiif jonge mannen, dy wisten it en dy leauden yn him, mar hwat wie fiif man op in hiel folk? It wie foar alles better dat er him nou iepenbierre en it koe nearne geskikter as krekt yn Galiléa,

dêr't sa folle minsken wachten op 'e kening dy't komme soe. Fluch gyng se nei de feest-seal en op Jezus ta en wylst hja oer him hinne bûgde sei se: ‘Hja hawwe gjin wyn mear.’

Jezus kearde him daliks om en seach har oan. ‘Frou’, sei er earnstich, ‘hwat is der tusken jo en my? Myn ûre is noch net kommen.’ Maria krige in kleur; hja doarst neat mear sizze en gyng de seal út. Hja hie it sa goed bidoeld, mar nou bigriep se, dat hja dochs forkeard dien hie. Al wer, lyk as sa faek, hie se forgetten dat Jezus wol har soan, mar dat er earst har God wie. ‘Frou’, hie er sein; it hearde frjemd, mar dochs net wreed yn syn hillige mûle; hy bidoelde dat er nou net mear by har ynwenje koe en dat hja him nou neat mear oplizze mocht en dat er nou to-nei allinne mar mear dwaen mocht, hwat syn Heit yn 'e himel him gebea. Mar dan hoegde se it har ek net sa nei to nimmen, dit: frou, dan wie it in teken, dat er mei syn wurk bigoun wie. Dan soe syn ûre dochs komme, joun noch miskien, en hja sei tsjin de bitsjinners: ‘As hy komt, myn soan, doch dan hwat er jim sizze sil.’ Hwant as er woe, dan koe er alles, dat leaude se sa fêst!

De bitsjinners knikten. Wis, hja woene alles wol dwaen, mar it soe ommers dochs net helpe. Der wie gjin wyn en gjin jild om wyn to keapjen en dan hâldde alles op. Strak wiene yn 'e feestseal de bekers leech en dan wie de brulloft oer en bigoun it skandael. En dêr koe ek Maria's soan neat oan foroarje. Wetter - dat wie der genôch: seis machtige fetten hiene se folskept foar de brulloft en nei't elk him reinige hie en nei alle spielen en waskjen fan kommen en bekers wie it noch lang net op. Ja, it stie net oan it wetter-fan-'e-wet by dizze fromme breidgeman, mar oan 'e wyn-fan-'e-freugde....

En dêrmei stie Jezus midden tusken har en spriek: ‘Folje dy krûken mei wetter!’ Hy sei it sa rêstich, sa wis en tagelyk sa gebiedend, dat it net yn har op kaem om tsjin to praten. It duorre net ienris lang, doe wiene alle fetten oan boppen ta fol. Hja fagen har it swit fan 'e foarholle en wachten hwat dy wûndere Rabbi noch mear to sizzen hie.

‘Skep nou en bring it nei de hofmaster.’

En wer doarsten se neat to sizzen en diene hwat har oplein wie. Mar doe't se bûgden oer de folle krûken, o wûnder, doe kaem har de rook fan wyn to-mjitte. Hja woenen op Jezus ta gean, hja woene him freegje, hoe't it koe, mar hy wie al wer fuortgien nei de brulloftsseal. Doe laken se bliid en skepten yn tûzen hasten en lieten it de hofmaster priuwe, mar seine neat. Sa lang as dy wûndere rabbi har der gjin frij ta joech, doarsten se syn geheim net út to bringen.

De hofmaster, doe't er de wyn preaun hie, rôp daliks de breidgeman. ‘Mar dat is dochs net sa't it heart’, sei er forwitend. ‘Alleman set earst de bêste wyn op en letter, as men goed dronken hat, de mindere, mar jo hawwe de bêste wyn oan't nou ta biwarre.’

* * *

Sa die Jezus op 'e brulloft to Kana syn earste wûnder, in wûnder dat tagelyk in teken wie fan syn godlike macht. Mar hwat Maria sa graech wollen hie, dat alle minsken op it feest him oannimme soene as har Hear en Messias - né, dat barde net. It jonge pear bleau biwarre foar skande en der wie sa folle wyn oer, dat hja der to-gearre noch wiken fan drinke koene, mar fierder waerd it wûnder net bikend; it folk fan Kana wist net hwa't dy jouns mei har oansitten hie. Mar de fiif learlingen wisten it wol en hja leauden yn Him en twivelen net mear.

Wûnders to Kapernaüm

Earne yn it boek fan 'e profeet Jesaja stiet in wûnder wurd oer it lân fan Galiléa: ‘Yn 'e earste tiid hat Er it lân fan Sébulon en it lân fan Naftali yn 'e forachting brocht, en yn 'e lêste tiid sil Er it hearlik meitsje; it folk dat yn 'e tsjusternis siet, hat in great ljocht sjoen, en dy't sieten yn it deaskaed-lân, oer har is it ljocht opgien.’

Dat Godswurd út 'e âlde tiid is wierheit wurden doe't de Heare Jezus, nei de doop yn 'e Jordaen, nei Galiléa teach en him nei wenjen sette yn 'e stêd Kapernaüm: hysels wie it ljocht dat skynde yn in tsjustere wrâld en hy woe oan sûnders it ivich libben jaen.

Kapernaüm wie fan âlds in lyts en forgetten doarp, oan 'e kant fan 'e Mar fan Gennésareth, mar yn 'e tiid dat Jezus der wenne, wie it al in fikse stêd, mei gâns drokte en forkear en mei in fiskerswyk, dat suver in doarp op himsels wie: Bethsaïda. Forskate wegen kamen gear to Kapernaüm en men koe dêr wei oerfarre nei it lân oan 'e oare kant de Jordaen; dat

der wie in tolkantoar, dêr't de reizgjende keaplju har bilêsting bitellen en sels in ôfdieling soldaten mei in haedman-oer-hûndert, in centurio, lyk as de Romeinen seine.

Mar Kapernaüm mocht dan in fleurige stêd wêze, mei gâns drokte en biweging, en mei gaedlike wegen nei de oare stêdden fan Galiléa, de fromme minsken út Jeruzalem hiene it der net op stean; der wennen har to folle heidenen en sels de Joaden wiene der neat to krekt op 'e wet. Yn Kapernaüm barden dingen, dy't nearne oars yn Israël mooglik wiene. Doe't der op in goede kear forlet wie fan in nije synagoge - de âlde waerd to lyts yn dizze groeijende stêd - en de gemeente der gjin jild foar hie, doe hie de centurio har it boukaptael skonken. Nou wie dat tige moai fan sa'n man - der wiene wol oare offisieren yn it Romeinske leger! - mar it wie tige de fraech oft it synagoge-bistjûr soks oannimme mocht. It hillich hûs fan God, dêr't it fromme folk op 'e sabbat gearkaem, koe dat bitelle wurde mei ‘ûngodskoppen’? - Sa neamden de Farizeën it Romeinske jild mei it byld fan 'e ‘godlike’ Keizer der op. - Yn elk gefal wie it wol in kwesje om der ris nei to fornimmen by de wetgelearden to Jeruzalem, mar de gemeente fan Kapernaüm, mei de foarsitter Jaïrus foarop, hie it mar gau oannommen en sûnt koe dy heidenske haedman gjin kwea mear by har dwaen.

* * *

Fansels wist de Heare Jezus ek wol dat Kapernaüm by de hege hearen fan Jeruzalem net op sa'n bêste namme lei, mar hy steurde der him net oan. Yn dizze stêd moast er wûnders dwaen en as syn Heit yn 'e himel him rôp, frege er net hwat de minsken der fan seine. Mar ear't er syn wurk yn 'e stêd bigoun, woe er earst al syn learlingen wer by him hawwe. Nei de brulloft to Kana hie er de fjouwer dy't to Bethsaïda wennen, frij jown om nei hûs ta en om har wurk wer op to nimmen: nou waerd it tiid dat hja him folgen en seagen de tekens dy't er mei koarten dwaen soe.

Sa gyng er dan op in goede dei it strân lâns, dêr't de fiskers dwaende wiene mei har netten. Hy kaem earst by de beide bruorren, Simon en Andréas, dy't krekt it net útsetten oan 'e kant fan 'e mar en oer it wetter hinne rôp er: ‘Kom achter my en ik sil jim fiskers fan minsken meitsje.’ De beide mannen hâldden op slach op mei it wurk: as Jezus ropt, dan past it gjin ien om him wachtsje to litten; de netten en de fisk dêr soene de maten har wol mei rêdde.

Jezus wie fierder roun en op in oar skip seach er de soannen fan Sébedeüs, Jacobus en Johannes, dy't mei har heit de skuorde netten boeten. Ek dizze beide kamen daliks by him, doe't er har rôp. Hja wisten, dat it dizze kear foargoed wie. Net langer soene se fiskje op 'e mar, mar mei Jezus soene se gean troch de doarpen en stêdden fan Israël, en fiskers fan minsken soene se wurde. Hja wisten net krekt hwat de Heare der mei bidoelde, mar dat fan dizze dei ôf alles oars wurde soe, dat bigriepen se wol. It spiet har net, dat hja doe by de Jordaen syn learlingen wurden wiene en hja fregen net hoe't it nou mei har froulju en bern komme soe en hwer't dy nou fan libje moasten. Dêr't Jezus de man en de heit ropt ta syn tsjinst, dêr soarget er ek wol, dat syn wiif en bern net fan 'e honger stjerre.

* * *

De Sneons dêr oan gyng Jezus, lyk as er wend wie, nei de synagoge, mar dizze kear, doe't Jaïrus frege oft ek ien in goed wurd to sizzen hie, gyng er nei foaren en nei de katheder. De minsken yn it stedtsje koene him fansels wol en hja wiene tige binijd hwat er sizze soe; it barde net faek dat hja yn it hege Noarden in rabbi yn it

formidden hiene. Hy soe wis sprekke oer de wet en har útlizze hwat al mocht en hwat net, en hwat der noch krekt op troch koe en miskien soe er har forwite, dat hja de wet net diene en dat dêrom de Kristus net komme koe. Dan soene se nei hûs gean, forslein en biskamme, en yn it earstoan soene se har bêst dwaen om alle geboaden to hâlden, mar letter, dan forgeat it wer en gyng it libben syn gewoane gong wer. Hja wisten it mar al to goed; hja hiene al sa folle sokke taspraken heard....

Mar doe't de Here Jezus sitten gyng en it wurd naem, forgeaten se alles om har hinne. Dit wie gjin wetgelearde dy't slimme fragen oploste, dit wie in profeet dy't spriek mei macht. Noch noait, sels net to Jeruzalem op 'e hege feesten, hiene se in minske sa sprekken heard, noch noait hiene se sa djip har sûnden field, mar ek noch noait hiene se sa goed witten, dat God syn folk leaf hie en har forlosse woe út 'e macht fan Satan. En yn 'e synagoge, dêr't de minsken soms ûnder de preek gewoan mei elkoar praetten, waerd it tige stil. Gjin wurd mocht har ûntkomme fan hwat dy wûndere rabbi sei.

En doe, yn dy frjemde, ûnwennige stilte, sprong der in man oerein en bigoun to roppen; syn rou lûd bearde troch de hillige romte. ‘Hwat hawwe jo mei ús to meitsjen, Jezus fan Nazareth? Binne jo kommen om ús ûngelokkich to meitsjen? Hwant ik wit wol, hwa't jo binne: de Hillige fan God!’

It waerd wer stil yn 'e synagoge. De man sei neat mear, mar syn eagen stiene skril, as wie er deadlik bang en al syn lea trillen en skokten. De minsken fan Kapernaüm koene him wol en hja hearden der net iens sa frjemd fan op: it wie bikend yn 'e stêd, dat er in démon hie, in kweageast, dy't him bytiden alhiel yn 'e macht hie en dy't him twong om kwea to dwaen. Der wiene yn dy tiid wol mear sokke minsken; it like

sa foar it each wol dat hja net goed mei de holle wiene, mar it wie folle, folle slimmer, hja waerden riden fan kweageasten en gjin dokter, dy't der hwat oan dwaen koe.

En nou stie er hjir foar dy frjemde rabbi, de man dy't de démon hie, en de minsken yn 'e synagoge hâldden de siken yn. Hja fielden dat it der nou om gyng en hja riisden oerein om alles goed to sjen. Dit gyng net mear tusken dy earme man en de rabbi fan Nazareth, dit wie in kampslach tusken de profeet en de démon, tusken de tsjinner fan God en de tsjinstfeint fan Satan. Jezus spriek mar in inkeld wurd: ‘Wês stil en gean út him.’ En sa great wie syn macht, dat de kweageast neat mear sizze doarst en dat er de man, dy't er sa lang yn 'e macht hawn hie, forliet. Mar yn it fuortgean, foar it lêst, die er noch ien kear syn bêst om de man to deadzjen; hy skuorde him hinne en wer en mei in swiere slach foel er del op 'e hurde flier. En dêrmei wie alles oer: de man riisde oerein en stie foar Jezus en elk koe sjen dat er genêzen wie; hy wie net bang mear en trille het en yn syn eagen blonk in greate blydskip.

Troch de synagoge gyng it lûd fan folle forhearde stimmen. Noch noait wie der soks yn Kapernaüm bard, noch noait hie immen yn Israël in duvel útwurpen mei in wurd allinne. ‘Hwa is dit’, seine se forslein, ‘dat er de ûnreine geasten hjit en hja farre út?’

* * *

Doe't de tsjinst oan 'e ein wie, gyng Jezus mei syn learlingen nei it hûs fan Simon. En ek dêr foun er wer in sike: Simon syn skoanmem, dy't by har ynwenne, lei yn swiere koartsen en it like wol dat hja net wer better wurde soe. Mar nou, nei dit machtich wûnder yn 'e synagoge, krigen se wer nije moed en earbiedich fregen se de Heare, oft er nei har sjen woe.

Hy wie daliks ré om har to helpen en bûgde oer de sike hinne. En doe't er seach hoe binaud hja wie en hoe swier hja litte, kaem wer de grime omheech yn syn siel, de grime om 'e sûnden fan 'e minsken en om 'e Satan, dy't har altyd wer ta it kwea forlokke. Syn Heit yn 'e himel hie de minske skepen ta freugde en blydskip en troch de sûnde roun it altyd wer út op sykte en lijen. En sa't er dyselde moarns yn 'e synagoge de démon bistraft en ûtdreaun hie, sa bistrafte er nou de koarts. Op it selde stuit wie de sike better; hja kaem daliks fan it bêd ôf en bigoun Jezus en de learlingen to bitsjinjen.

Hja wiene tige bliid mei dit twadde wûnder, bliid om de sike sels, dy't nou gjin lêst mear hie, bliid om Simon en syn frou, dy't har âlde mem noch hâlde mochten, mar blider noch, om't hja Jezus foun hiene en syn learlingen, syn discipelen, wurden wiene. En noch sterker waerd har leauwe yn Jezus, har Heilân en Heare.

It nijs dat de Profeet fan Nazareth in démon útwurpen hie en dat er in sike frou genêzen hie, gyng dyselde deis noch troch Kapernaüm en de doarpen der om hinne en sadré't dy jouns de sinne ûnder, en dus de Sabbat oer wie, kamen de minsken opsetten mei har siken. Der wiene guon by dy't al lang siik west hiene en oaren dy't it sa mar oankommen wie; der wiene inkelden, dy't sels nei Jezus ta gean koene en oaren dy't droegen waerden; en ek nou wer wiene der minsken by, dy't in démon hiene. Mar allegearre woene se graech better wurde en allegearre leauden se dat dy wûndere Rabbi har genêze koe. Né, hja wisten net dat Jezus de Messias wie, de Soan fan God, mar dat hoegden se ek net to witten: dat soe er sels, op syn tiid, iepenbier meitsje. Hy liet de duvels dy't er dy nachts útwurp, net ienris ta, dat hja syn namme útrôpen: foar't hja hwat sizze koene, hiet er har to swijen en lei er har op om út to gean. En ek alle oare siken holp er en genêzen gyngen se wer nei hûs.

De oare moarns, doe't it noch mar amper ljocht wie, kamen der al wer mear minsken om Jezus to sjen en om syn wurden to hearren, mar hja founen him net

mear yn it hûs fan Simon: hy wie allinne it fjild yngien en de discipelen wiene der op út om him to sykjen. Doe gyng ek hiel de skare minsken him efternei en doe't hja him foun hiene, smeken se him om yn 'e stêd to bliuwen. Hy wegere; ek yn oare doarpen en stêdden moast er boadskip bringe, dat it keninkryk fan God kommen wie en mei syn learlingen triek er Galiléa troch en learde er yn 'e synagogen.

Fijânskip to Nazareth
169

Net sûnder reden wie Jezus nei dy wûndere nacht to Kapernaüm it fjild yn gien om to bidden: hy wist dat it net altyd sa bliuwe koe en dat mei gauwens de fijânskip losbrekke soe, it earst yn 'e stêd dêr't er sa

lange jierren wenne hie en dêr't alle minsken him koene: yn Nazareth. Mar al wist er dan yn it foar hwat him to wachtsjen stie yn 'e eigen stêd, hy gyng dochs, hwant ek dêr moast er it evangeelje bringe; as hja it net oannimme woene, dan wie it har eigen skuld. Hysels woe wol graech ek yn Nazareth de wûnders dwaen, dy't er to Kapernaüm dien hie.

En sa gyng de Heare Jezus dan op in sabbat nei de synagoge, dêr't er yn syn jonge jierren sa faek hinne west hie. De minsken, dy't him allegearre sa goed koene, wiisden nei him en hja praetten drok mei elkoar, mar it wie net om't hja bliid wiene mei syn komst. Hja founen it lang net moai fan him, dat er wûnders die yn in oare stêd en dat er noch noait wer yn Nazareth west hie, dat dochs de âldste rjochten hie; it kaem net to pas, founen se, dat in profeet de frjemden holp en eigen foarbygyng. Nammers, it wie ek noch net fêst, dat er in profeet fan God wie: der gyngen wol frjemde forhalen fan hwat er allegearre net dien hie, mar de minsken praetten safolle. Men moast it earst sels mar ris sjen. Allinne as er in machtich teken die, greater noch as op oare plakken, soene se yn him leauwe.

En stil, tusken al dy nijsgjirrige minsken, siet Jezus en hy wist alles, dat der yn har herten omgyng. In wûnder woene se sjen, greater en machtiger as to Kapernaüm, mar hy koè hjir gjin teken dwaen om't hja net yn him leauden. It lei net oan him: hy woe alle siken to Nazareth wol better meitsje, mar hy koe neat dwaen as hja har net bikearden. In djip meilijen wie der yn syn hert mei dit dwerse folk en tagelyk in greate grime om har sûnde en har ûnbikearlikens.

De tsjinst yn 'e synagoge gyng syn gewoane gong: der waerd lêzen út 'e hillige wet en songen en bidden en nei it lêzen frege de lieder fan 'e tsjinst oft immen in goed wurd foar de gemeente hie. It die de minsken nij dat Jezus it wurd net frege; hy soe dochs net allinne kommen wêze om to harkjen, lyk as eartiids doe't er noch yn 'e stêd wenne? Of soe er him hjir skamje, omdat elk him koe as de timmerman, de soan fan Jozef en Maria? As er neat sei, as er sà wer nei hûs gyng, dan leauden se to-minsten net, dat er hwat bysûnders wie!

* * *

It roun nei de ein mei de tsjinst; de tsjinner kaem der al oan mei it boek fan 'e profeet Jesaja. As er nou net it wurd frege, koe it net mear. Allegearre seagen se nei him en in lûd gemompel gyng by de banken lâns. O, sjoch! Dêr gyng er stean! De oerste fan 'e synagoge wonk him al en rêstich roun er nei foaren, nei de hege katheder. Har herten kloppen. Nou soene se dêrmei witte oft er in great profeet wie, of net!

It waerd tige stil; oer al dy bûgde hollen gyng syn waerm, jong lûd. Noch noait hiene se it sa moai foun, dy âlde, hillige tael fan 'e profeten, it echte Hébrieuwsk sa't it al sûnt ieuwen net mear sprutsen waerd. Fuort nei it lêzen fortaelde er it yn it Arameesk, de tael dy't hja troch-en-dei praetten en dy't elk neikomme koe. It wiene tige bikende fersen:

> ‘De Geast des Heare, Heare is op my,
> omt de Heare my salve hat
> om in blide tiding to bringen de sêftmoedigen;
> Hy hat my útstjûrd om to forbinen de brutsenen fan hert,
> om de finzenen frijheit út to roppen,
> en dy't boun binne loslitting út 'e finzenis,
> om út to roppen it jier fan it wolbihagen des Heare.’

It bleau stil doe't it lêste wurd forklonk ûnder it hege dak en hja seagen hoe't Jezus it boek tichtrôlle en it oan 'e tsjinner joech. Doe gyng er sitten yn 'e katheder en mei

greate klam spriek er: ‘Hjoed is dit wurd, dat yn jim earen klonken hat, folbrocht: Ik bin it dêr't Jesaja fan sprutsen hat en al dy goede dingen dy't ik jim foarlêzen haw, sil ik yn Israël dwaen.’ Hja wisten net hwat hja hearden, de mannen fan Nazareth; dit hiene se net forwachte en sels de minsken dy't net folle forwachting fan him hawn hiene, moasten tajaen dat er tige goed spriek. Hja knikten inoar ta en makken in beweging fan: hwa hie dat fan him tocht. Hy spriek wol fan greate dingen, dy soan fan Jozef! Fan him hiene dus de profeten sprutsen en op him wie de Geast des Heare? It hearde moai en it wie in geniet om nei him to harkjen, mar dêrom koe men noch net forjitte hwer't er weikommen wie! Hja hiene him to faek yn 'e timmerwinkel stean sjoen, om alles sa mar to leauwen. David wie ek lyts bigoun, dy wie ek mar in skieppe-hoeder yn syn jonge jierren, mar David wie út Juda en dat makke alles goed. Bethlehem of Nazareth, dat skeelde to-folle! Fansels, as er nou aenstouns in machtich wûnder die, as de himel iepen gyng en der kaem in ingel del....

De Heare Jezus, út 'e hege katheder wei, seach op har del en hy lies yn har herten as yn in iepen boek. Hja leauden him net, al hiene se dan ek nei syn wurden harke; hja woene him net sjen as de Messias, dy't har it ivich libben jaen soe, mar as de timmerman, dy't ien fan harren wie. Dat wie har sûnde en dêrom mocht er it wûnder net dwaen, dat hja bigearden.

En strang spriek er: ‘Jim sille my grif dit sprekwurd foarhâlde: Master, genês dysels! It is gjin goed dokter dy't frjemden better makket en eigen net helpe wol; hwat wy heard hawwe dat to Kapernaüm bard is, doch dat ek yn jins eigen stêd. Ik soe it graech dwaen wolle, mar ik kin net, om't jim net yn my

leauwe. Wiswier siz ik jimme: in profeet is noait wolkom yn syn eigen lân. It hat ommers altyd sa west mei dit oerhearrich folk: der wiene gâns widdouwen yn Israël yn 'e dagen fan Elia, mar net nei ien fan harren waerd Elia stjûrd, mar nei in widdou yn Sarepta, yn it lân fan 'e Sidoniërs. En der wiene gâns melaetsken yn Israël yn 'e tiid fan 'e profeet Eliza, mar gjin ien waerd reinige as Naäman, de Syriër, út in heidensk lân.'

Oan't sa fier hiene se Jezus oanheard, mar by dy lêste wurden briek har woede as in ûnwaer los. Miende dy timmermans-soan dat hja minder wiene as de bline heidenen? Mar dat lieten se har net sizze! Dit koe de Messias net wêze, dy't Gods eigen folk forhúnde! Hy wie sels in heiden! En sa'n ien doarst noch to sizzen, dat Jesaja oer him sprutsen hie! En roppend en bearend sprongen se oerein en krongen op him oan en mei gewelt dreauwen se him nei bûten.

Jezus sei gjin inkeld wurd; Hy liet him slaen en stompe en geduldich droech er alle smaed en hún. En om't er neat werom sei, waerden se noch nammersto lilker en wer sloegen se de hannen oan him en sleepten him de strjitten troch, de poarte út, nei it plak dêr't de misdiedigers stiennige waerden. Stjerre soe er, dy timmerman, dy't him foar Gods Messias útjoech! Foar sokken wie gjin plak yn har stêd....

En wylder krongen se op him oan, al tichter twongen se him nei de rânne fan 'e heuvel. Noch in mannich stappen en dan stoartte er yn 'e djipte. En dêrûnder leine stiennen genôch. Wyld raesden se om harsels moed yn to sprekken foar de lêste, deadlike stjit.

En doe ynienen kearde Jezus him om. Hy sei gjin wurd, hy seach har allinne mar oan en foar de macht fan syn suvere eagen skrillen se to-bek. Al dy flokkende mûlen foelen stil en heech en swijend, in kening tusken syn triljende fijannen, roun er tusken har troch en gyng er syn wegen. Net ien fan al dy dryste keardels stiek mear in hân nei him út.

* * *

Sa hiene de mannen fan Nazareth dochs noch in wûnder sjoen op dizze skriklike sabbat: it wûnder fan it Godslaem dat tusken de wolven trochgyng, mar sels dit teken bigriepen se net en it brocht har net tichter by God. Hja seagen him nei yn machteleaze woede en hopen dat er mar noait wer yn har stêd komme soe. Jezus hat der ek net faek wer west en yn letter tiden hat er mar inkelde siken yn Nazareth de hannen oplein en genêzen; de measten woene neat fan him witte. Hysels triek wer nei Kapernaüm en nei de oare stêdden fan Galiléa en hiele skaren rounen út en folgen him. It moat him in djippe freugde west hawwe de siken to genêzen en de tankbere minsken to hearren, dy't foar him delfoelen en God loven.

Mar by alle blydskip wist er dochs, dat it sa net bliuwe soe: de fijânskip fan Nazareth wie net mear as in bigjin, in teken fan hwat him to wachtsjen stie. De eigen stêd hie him útwurpen en sa soe ienris syn hiele folk him forwerpe en him oerjaen oan 'e dea. Hwant dêrta wie er yn 'e wrâld kommen, om to stjerren foar syn folk: it Offerlaem fan God.

Wûnder op 'e Mar
170

Op in kear doe't Jezus wer to Kapernaüm wie, yn 'e stêd dêr't er safolle wûnders dien hie en dêr't de minsken him sa graech hearre mochten, wiene de fjouwer learlingen op in joun gien to fiskjen. Hja hiene goede hoop dat se flink hwat fange soene; it wie der krekt waer foar en it waerd ek tiid, dat hja hwat fortsjinnen, foaral

foar Simon, dy't troud wie en al in húshâlding hie. Mar hoe't hja ek har bêst diene, dy lange nacht, it wie allegearre om 'e nocht: hja fongen neat.

Letter op 'e moarn wiene se al wer by de skippen en spielden de netten skjin, doe't hja Jezus kommen seagen mei gâns in skare minsken. It barde wol faker dat er hjir oan 'e kant fan 'e mar de minsken taspriek; it wie der stil en rêstich, al wie it ek wer ûngemaklik dat der gjin forheging wie om op to sitten. Ek dizze kear stie Jezus to sprekken, mar om't der sa folle folk wie, koene se him net allegearre forstean en bigounen de achtersten to kringen. Fansels moasten de foarsten doe ek wer foarút en it duorre net lang, doe stie Jezus al flak by it wetter. Dit koe sa net langer en hy woe ek noch net ophâldde; syn rede wie noch lang net oan 'e ein. En dêrmei foel syn each op 'e beide skippen dy't dêr tichte by leine; hy gyng der hinne en klom yn it skip fan Simon, en sa, sittende op it skip, dat ticht by de wâl lei, spriek er de skare ta. Doe't er

ophâldde fan sprekken en de minsken nei hûs gyngen, bleau Jezus op it skip. Hy wist fan al har wurk en muoite dy nachts en dat hja neat fongen hiene en hy wist ek hoe nedich hja oan fortsjinst ta wiene.

Hy roun op Petrus ta en sei: ‘Hâld ôf nei de djipte en bring jimme netten ût foar de fangst.’ Forheard seach Simon op fan syn wurk. Hy wie wend om alles daliks to dwaen dat de Heare him opdroech en hy wie ek nou wer ré om'e netten to setten, mar miskien tocht Jezus der net oan, dat hja dy hiele nacht al fiske hiene en dat, as men nachts neat yn 'e netten kriget, it by dei to-minsten net fange wol. ‘Master’, sei er, ‘de hiele nacht troch hawwe wy arbeide en neat fongen, mar op jins wurd sil ik it dwaen.’

Doe hellen se it greate, trijekante seil omheech en stadich fearen se fan 'e wâl nei djip wetter. Sa fier't hja sjen koene oer de wide mar, wiene nearne guon oan it fiskjen; it wie stil en de sinne glinstere op it wetter. Har maten op it oare skip, Johannes en Jakobus, soene wol frjemd opsjen. Mar Jezus hie it har opdroegen en beide, Simon en syn broer Andréas, diene se hwat er har sein hie. Hja brochten alle netten út dy't hja by har hiene en doe't hja in skoftsje wachte hiene, bigounen se it earste op to heljen. Sadré't it boppe wetter kaem, seagen se de fisk al glinsterjen en fielden se dat it fol siet. Forsichtich bigounen se it oan board to heljen, mar by alle soarch skuorde it noch op plakken, sa swier woech it der yn. Mar it twadde net wie ek oan boppen ta fol en doe't hja fornamen dat it mei de oare ek sa wie, wonken se de maten, dat dy komme moasten en help har. Sa hellen se doe fjouwerisom de netten op en doe't alles leech wie, wiene de beide boaten sa fol, dat hja omtrint sonken. Der hie suver neat mear by kinnen en as it waer net tige moai west hie en de sé sa glêd as in spegel, dan hie it net iens fortroud west. Stadich, mei har kostbre fracht, dreauwen se nei de wâl.

* * *

En doe earst, doe't de spanning fan it wurk oer wie en de earste blidens bikommen, bigounen se nei to tinken oer dit machtich wûnder. Net allinne de koarts en de démonen wie har Master oermânsk, mar hy hearske ek oer de fisken fan de sé. Dyselde fisken, dy't har net fange lieten yn 'e koele nacht, hie er op de gleone middei yn har netten dreaun. En wie it gjin wûnder dat hy, de Soan fan God, de kening fan himel en ierde, ek tinke woe om har lytse soargen en de need fan har húsgenoaten?

Foaral Simon naem it him tige nei. Hy stie dêr mar to sjen nei al dy rykdom: in skipfol greate fisken! En dan to witten dat yn it oare skip noch like folle wie! As it goed birêdden waerd en droege yn 'e sinne, dat it duorje koe, dan koene se der gâns jild foar meitsje en hoegden se thús net mear yn noed to sitten.

Mar mear noch as oan dizze ryke fangst en oan it jild dat der foar komme soe, tocht Simon, de soan fan Jona, oan him dy't it wûnder dien hie. Dat sels de fisken yn 'e mar har skikten nei syn wurd en wil, dêr waerd men, as fisker, stil fan. Hy hie sjoen hoe't de Heare syn skoanmem better makke, hoe't er de siken fan Kapernaüm de hannen oplei, hoe't er de démonen útwurp, en hy wist dat it iene wûnder net greater of lytser wie as it oare, mar hy koe it net helpe, dit griep him noch mear oan. Noch noait hie er sa goed witten dat Jezus de soan fan God wie, as nei dit wûnder op 'e mar. Moast men al dy jierren swalke en fiske hawwe op dizze sé fan Tiberias, om it sa to fielen?

En dat hìm dit nou barre mocht, dat Jezus dêr nou siet op syn skip, by him, in ienfâldige fiskerman fan Galiléa, in sûndich man, dy't altyd mar sei hwat it earst foar de mûle kaem. It koe dochs net, as men jin der goed ynjoech: de hillige koe net wenje by it ûn-Galiléa, in sûndich man, dy't altyd mar sei hwat him it de dea fortsjinne.

En doe fleach it him oan, hy moast hwat sizze, hy wist sels net hoe't er it ûnder wurden bringe moast, mar dit koe sa net bliuwe. En wylst er him foar Jezus' fuotten falle liet, rôp er: ‘Heare, gean by my wei, hwant ik bin in sûndich minske.’

De Heare Jezus bigriep wol, hwat der omgyng yn it hert fan dizze discipel en hwat er bidoelde mei dy wurden. It wie net dat Simon him graech fuort ha woe, it wie mar allinne dat er noch noait sa goed bigrepen hie, dat hy in sûndich minske wie en Jezus de Hillige Gods. Hy doarst net mear by him wêze, sa ticht by him op dit bihindich skip. En Jezus spriek: ‘Wês net bang, Simon, fan nou ôf oan silstû minsken fange.’ En nei dit wurd fan syn Master wie Simon ek net bang mear. Hoe soe er noch bang wêze, as de Heare him ta sokke greate dingen rôp? Minsken soene se fange, hy en syn fiskermaten! De Heare allinne wist hoe't dat koe en hoe't dat moast, mar hy, Simon, wie der ré foar. Mei Jezus wie gjin ding ûnmooglik.

Nei dit wûnder op 'e sé fan Tiberias joegen se it fiskjen oer en folgen se Jezus, oeral dêr't er hinne gyng. Doe't hja, tiden letter, noch ris wer de netten setten, wie Jezus al net mear by har.

De keninklike Amtner
171

Iderkear as de Heare Jezus werom kaem fan in reis troch Galiléa, of fan in tocht nei Jeruzalem, gyng er wer nei de stêd fan Kapernaüm. Der wie ek gjin gaedliker plak yn hiele Israël, as dizze stêd yn it hege Noarden. It lei flak by de grins, dat as Herodes him kwea dwaen woe, koe er maklik de wyk nimme nei it rjochtsgebiet fan Filippus, dy't wol út 'e famylje fan 'e Herodessen wie, mar lang sa wreed net as de oaren. Mar ek as syn eigen folk him nei it libben stean soe, lyk as doe to Nazareth, dan wie er altyd yn Kapernaüm noch feilich: der wennen trije mannen, dy't gâns to sizzen hiene yn 'e stêd en dy't yn him leauden en altyd, as it wêze moast, foar him op kamen. Ien fan dy trije machtige biskermers wie in hege amtner fan Herodes Antipas, dy't syn wurk to Kapernaüm hie en hwaens soan troch Jezus genêzen wie.

* * *

Op in kear, krekt doe't Jezus al in skoft net to Kapernaüm west hie, wie it jonkje fan 'e keninklike amtner siik wurden. It wie noch mar in lyts bern, miskien de iennichste fan syn âlden, en de heit hong tige oan him. Earst hie er noch hoop hawn dat it in gewoane berne-sykte wie en dat it sa wol wer oer gean soe, mar doe boaze de koarts hurd oan en hiene se de dokters komme litten. Sok in heech amtner stie it ommers net oan jild en foar syn soan hie er alles oer. Mar de dokters, mei har wûnderlike médisinen, koene it sike bern net genêze en it like wol, dat hja har lytse jonge misse moasten. Dat Jezus nou ek net thús wie, krekt nou't hja him sa nedich hiene! Hwant as hy der west hie, de rabbi fan Nazareth, dan hie er fêst it bern de hannen oplein en him genêzen. Hy koe alles ommers en hy woe elk helpe dy't leaude oan syn wûndermacht.

En doe, wylst de koarts op it heechst wie en de dokters seine dat it mei de sike op 'en ein roun, hearden se dat Jezus wer yn Galiléa wie, yn it stedtsje Kana. Mar dan wie it miskien noch net to let, dan gyng er nou daliks op mars om him to heljen. It foel him wol swier om nou by syn sike jonge wei - elke ûre koe nou de lêste wêze - en it waerd in mars fan ûren en ûren oer de heuvels nei Kana, mar it gyng om it bihâld fan syn soan en dit wie de lêste kâns. Miskien wie it al to let!

Hy makke him daliks reisfeardich en nei't er de hiele middei roun hie, kaem er noch krekt foar de nacht, de jouns om in ûre of sawn, yn it hûs dêr't Jezus mei syn discipelen wie. Hy die him amper groetsjen oan tiid, sa baernde it him yn en hy smeke: ‘Rabbi, kom dochs mei nei Kapernaüm, hwant myn soan is tige siik.’

Mar Jezus wie net daliks sa mar klear om mei to gean. Fansels, hy hie djip meilijen mei dizze heit en mei dat bern dat omfierrens to stjerren lei, mar hy mocht net allinne om sokke dingen tinke. Hy wie net allinne op ierde kommen om siken better to meitsjen en wûnders to dwaen: hy wie kommen om de minsken to forlossen fan sûnde en kwea. It koe der net mei ta, dat de minsken yn him leauden as in wûnderprofeet, dy't alle siken de hannen oplei; hja moasten him oannimme as har forlosser en Heare. En nou stie hjir al wer ien út Kapernaüm en al wer wie der forlet fan in wûnder. Hwannear soe der ris ien komme út dy stêd, dy't net om in wûnder twong, mar dy't kaem om syn sûnde to biliden en dy't om forjowing frege? Hwannear?

En bitter hast, sei er: ‘Jimme dêrre to Kapernaüm, jim moatte altyd mar wer tekens sjen en oars leauwe jim net!’ De keninklike amtner antwurde net op dat forwitend wurd; syn hert wie to fol fan syn stjerrend bern om noch oan oare dingen to tinken. It soe wis wier wêze, hwat de rabbi sei, mar it wie nou gjin tiid ta praten! En smeekjend sei er: ‘Heare, kom dochs mei, ear't ús jonkje stjert.’

Jezus waerd net lilk by dy twingende fraeg; hy hearde der yn de greate, djippe leafde fan in heit foar syn sike soan en tagelyk ek in sterk en great bitrouwen. Dizze man út Kapernaüm, dy't sa'n reis om him makke hie, dy leàude dat er komme soe, nou noch, yn 'e nacht. Mar às er dan leauwe koe, dan soe er him ek daliks helpe en hwat fan him freegje dat er noch fan nimmen frege hie. ‘Gean hinne’, sei er, ‘jins soan libbet.’

Forbjustere seach de man him oan en stadich gyng dat frjemde wurd yn him del. Jins soan libbet! Mar syn jonge lei dêr yn Kapernaüm, ûren fier en dy rabbi hie him net iens sjoen en hy hie him noch net ienris forteld hwat foar sykte it wie! Hoe wist er dan dat de jonge better wie? En doe ynienen begriep er hwat Jezus bidoelde. Jins soan libbet! - dat bitsjutte net: Ik *wit*, dat er noch yn libben is, mar: Ik *wol*, dat er libje sil en dêrom is er genêzen! Mei dit simpele wurd, oer in ôfstân fan ûren, hie dizze rabbi syn bern wer better makke! It koe net, it wie net to

leauwen - mar as hy it sei, dan wie it wier! Fan gjin ien oars soe er dit leaud hawwe, mar nou't Jezus it sei, nou wist er dat it sa wie! Syn hert bounze fan blydskip, syn eagen ljochten op. En dat dy rabbi dit dwaen woe om him, om syn lytse soan, miskien wie dat it greatste wûnder noch!

* * *

Dyselde jouns noch gyng er wer op mars. Hy hie noch noait sa roun as dizze nacht, sa licht, sa bliid, net oars as roerde er amper de groun; hy fielde gjin wurgens, hy tocht net oan rêsten. Hy gyng ommers nei hûs en dêr wachte him de blide mem mei in soune soan....

In ein fan 'e stêd ôf kamen de feinten him al tsjin; hja rôpen it him al to-mjitte dat it bern wer better wie. Hy hie mar ien fraech: ‘Hwannear is de kear kommen?’ Hja antwurden: ‘Justerjoun, om sawn ûre sahwat, wie er frij fan koarts.’ Om sawn ûre! Nou wie it dúdlik, dat dy rabbi fan Nazareth alles koe: op 'e selde tiid dat er to Kana spriek: ‘Dyn soan libbet’, wie hjir to Kapernaüm syn jonkje better wurden.

Sûnt dy blide dei wie de keninklike amtner, dy't yn tsjinst fan Herodes stie, in great freon fan Jezus en hy net allinne, mar ek al syn húsgenoaten, dy't it wûnder meimakke hiene.

Jaïrus
172

Hy wie in man fan gewicht yn 'e stêd Kapernaüm, dizze Jaïrus. Net allinne dat er de tsjinst yn 'e synagoge liede moast, elke kear as de gemeente gear kaem, mar as foarsitter fan it synagoge-bistjûr hie er ek in stim mei as dat kollege siet om rjocht to sprekken. Almeast gyng it om lytse forgripen en koe it mei in lichte straf of mei in boete ta, mar hja koene, as it wêze moast, in wets-oertrêder ek giselje litte en, yn tige slimme gefallen, ek de deastraf oplizze. Dat in man as Jaïrus hie wol in heech amt en de minsken to Kapernaüm seagen heech by him op.

En doe gyng op in kear it nijs troch de stêd, dat it famke fan Jaïrus, in bern fan in jier as tolve, tige siik wie. Yn it earst-oan tochten de minsken, dat it mei dy sykte wol losrinne soe: Jaïrus wie in from man en hja hiene oars gjin bern mear as krekt dit iene famke, dat God soe har wis dit bern net ûntnimme. Mar doe't it mar net better waerd en doe't it wol like dat it famke stjerre soe, bigounen se al hwat oars to praten. God wie rjochtfeardich en Hy strafte de minsken net sûnder reden, dat soe it ek ris wêze kinne, dat Jaïrus in slimme sûnde dien hie, dêr't hja net fan wisten? It koe fansels noch goed gean, salang as der libben is, is der hoop, mar it wie al frjemd, dat dit nou krekt barre moast, nou't de rabbi fan Nazareth net yn 'e stêd wie. Soks gyng ek net bûten God om!

Jaïrus en syn frou, dy't tige oan har iennichste dochter hongen, hiene der alles oan dien, dat mooglik wie; gjin kosten hiene se sparre, mar sels de dokters hiene de moed opjown. Al heger rounen de koartsen op en sloopten it jonge lichem en de âlden tochten net oars, as dat hja har famke misse moasten. Elk koe nou sjen dat it nei de ein roun en dat hja de joun net mear helje soe.

It wie krekt op dy dei dat de Heare Jezus werom kaem fan in reis om útens en doe't Jaïrus it hearde, wist er fuortdaliks hwat him to dwaen stie. As Jezus yn syn hûs komme woe en it bern de hannen oplizze, dan kaem alles noch wer goed; gjin sykte wie sa slim, dat hy it net genêze koe. Noch ien kear seach er nei it sike famke, noch ien kear roerden syn lippen har smelle, klamme hân, doe sloech er de mantel

om en gyng hastich nei bûten, de poarte út en de wei op. As Jezus nou mar net to fier mear ôf wie!

Doe't er him kommen seach, de kant fan 'e mar út wei, ûntsonk him suver de moed: in skare folk forkrong him om Jezus hinne en hja rounen mar stadich. As it net hurder einde, dan wie alles noch om 'e nocht. Mar miskien, as er alles útlei en sei dat it om dea of libben gyng, dat Jezus de minsken fuortstjûre soe en allinne mei him gean. En hurder roun er, al hurder, yn in great langst om by de Master to wêzen en to pleitsjen foar syn bern.

De minsken, doe't hja him kommen seagen, makken romte foar him en flak foar de fuotten fan Jezus liet er him oer de groun falle. ‘Heare’, smeke er, ‘myn famke leit yn it stjerren, wol nou dochs komme en har de hannen oplizze, dat hja yn it libben bliuwe mei.’

De Heare Jezus seach fol meilijen del op dy man, dêr foar him; hy wist fan syn leed om dat stjerrend bern, mar hy wist ek fan syn leauwe en fan syn great bitrouwen. Sels nou't de sykte op it slimst wie en de dea elke ûre komme koe, twivele Jaïrus net, dat hy helpe koe. Mar dan soe hy ek helpe: dy't sa fêst yn

him leaude, dy soe net biskamme wurde. En freonlik sei er: ‘Kom oerein, Jaïrus; ik gean mei nei jins hûs.’ Jaïrus sprong oerein. Hy hie it wol tocht dat de rabbi komme soe, mar nou hie er it út syn eigen mûle heard.

Njonken Jezus roun er nou, bliid om dat hearlik wurd, mar dochs noch net gerêst. Hwant hwat er hope en forwachte hie, dat barde net: Jezus stjûrde de skare net fuort en hy bigoun wer op 'e nij to learen. En wer krongen se oanienwei op him yn en rounen him foar de fuotten en wer rounen se tige stadich. It baernde him yn. Koe dat learen nou net wachtsje oan't moarn ta? Bigriepen dy minsken dan net, dat er forgyng fan ûngeduld, dat nou op dit pas syn bern wol stjerre koe? En as dat folk it net bigriep, hwerom sei de rabbi it dan net, dy rabbi, dy't alles wist en alles koe? It lei him op 'e lippen om to sizzen: Heare, wachtsje nou net langer! De dea wachtet ek net, mar hy doarst net. Hoe soe hy it weagje en fergje de Heare op greater haest? Mar hy koe it hast net mear úthâlde. En doe waerd it noch slimmer, doe bleau Jezus sa mar stean en frege hwat en de discipelen praetten tsjin him en it waerd in hiele opskuor. Jaïrus bisaude him. Wiene se nou noch net langernôch ûnderweis? Moasten se nou ek noch stean bliuwe? O, Heare, tocht er, myn bern, myn bern!

Mar de Heare Jezus wist wol hwat er die, doe't er dêr stean bleau, midden op 'e wei. Hjir wie noch ien tusken al dat folk, dy't syn help fanneden wie en dy't er genêze mocht. Hy wist wol dat it Jaïrus fierstento stadich gyng en hy koe it him sa goed bigripe, mar hy moast earst dy oare helpe, dy't ek net wachtsje koe....

* * *

It wie in frou, dy't tolve jier in slimme kwael hawn hie, in kwael dêr't hja iderkear wer bloed troch kwytrekke en dy't har och sa swak makke. Noait koe se mear mei nocht har wurk dwaen, lyk as alearen doe't se noch jong wie en soun; altyd wie der wer de wurgens, dy freeslike wurgens, om noch to swijen fan alle pine en fan 'e skande. Hwant it wie gjin gewoane sykte dy't se hie en dêr't se mei elk oer prate koe, mar dizze kwael makke har ûnrein en hja skamme der har oer en doarst it net to neamen dêr't oaren by wiene. De dokters, dy wisten it fansels, mar dy hiene har minder makke ynpleats fan better en al har jild dat se opsparre hie, wie der mei hinne gien.

Hja wist mar ien dy't helpe koe: Jezus, mar hja doarst net nei him ta to gean. As hja him allinne treffe koe, dan doarst se wol, mar hy wie noait allinne: altyd wiene dy learlingen by him en hja koe net oer har kwael prate as der frjemde mânlju by wiene. Mar nou hie se hwat bitocht en as dat slagge, dan hoegde se neat to fortellen, dan soe se better wurde sûnder dat ien it murk; sels Jezus soe it net fornimme! Fan achteren soe se op him takomme en tomûk de kwast fan syn mantel oanreitsje en dan soe se better wurde. It wie gjin moaije manear, dat fielde se sels ek wol, mar hy wie sa machtich: hja leaude fêst dat it koe. En hwa wist, koe se it him letter noch ris fortelle en him tankje. Dan soe er it har forjaen en net lilk mear wêze: hy wie sa wûndere goed, dy rabbi.

It foel har tige swier om troch al dat folk hinne to kringen, soms koe se hast net mear, sa wurch wie se, mar hja biet op 'e tosken en sette troch. Stap foar stap kaem se tichter by him en doe, mei beevjend hert, stiek se de hân út en roerde syn mantelkwast oan. En tagelyk fielde se, dat hja better wie: dy âlde wurgens glied fan har ôf en har bloed wie wer soun en goed. Hja wie sa bliid, sa bliid en hastich seach se om har hinne; hja moast daliks fuort, ear't se it útrôp: Minsken, witte jim it wol, dat ik genêzen bin? Yn tolve lange jierren hie se har net sa soun field, sa sterk. Frjemd wie dat, mar nou koe se wol gûle, gûle fan klearebare blidens, dy't se net útsizze koe....

En doe, wylst hja wer tusken de minsken trochkrong, hearde se Jezus freegjen: ‘Hwa hat myn klean oanrekke?’ It hert stie har stil fan 'e skrik; it skeat der har fan yn 'e skonken en hja koe gjin stap mear forsette. Ien momint krige se wer nije hoop, doe't de learlingen seine: ‘Master, it folk kringt ommers oan ien wei op jo yn, dat hoe kinne jo nou sizze: Hwa hat oan my wêst?’ Mar Jezus antwurde: ‘Sa bidoel ik it net, mar der is krêft fan my útgien om in sike to genêzen.’

Hja bigriep dat nou alles útkomme soe en de eangst fleach har oan. Nou bigriep se, dat it net goed west hie, hwat hja dien hie en dat hja straf fortsjinne hie. Mei har ûnreine hân hie se dy hillige rabbi oanrekke en nou wie hy ek ûnrein! Hoe koe se ek tinke, dat hja better wurde soe, sûnder dat hy it murk? Hy moast it dochs dwaen en fan syn wûndermacht wie it kommen! O, en nou soe er har straffe en de âlde kwael soe werom komme, slimmer as it oait west hie. Mar it wie fortsjinne en beevjend kaem se nei foaren en sei: ‘Heare, ik haw it dien.’ Alles fortelde se: al har leed en har skande, alle pine dy't hja útstien hie fan 'e dokters, alle illinde fan tolve lange, bittere jierren. En ek fan har hope op genêzing, fan har wûndere blydskip en dat hja ré wie de straf to dragen.

It wie stil wurden om Jezus hinne. Gjin ien doarst mear in wurd to sizzen; elk wachte op it greate fonnis, dat de hillige rabbi sizze soe. Jezus seach har oan en yn syn suvere eagen blonk allinne mar blydskip om sa'n great en fêst bitrouwen. ‘Dochter’, sei er, ‘hâld moed, dyn leauwe hat dy bihâlden, gean yn frede en wês genêzen fan dyn kwael.’

Doe't hja bikommen wie fan 'e blide skrik en wer rinne koe, makken de minsken earbiedich romte en tusken de rigen troch roun se, rjocht en heech; tolve jier jonger as doe't se by Jezus kaem. Hja wist net hwat greater wie, har blidens of har tankberens.

* * *

En wylst dy frou dêr op 'e wei nei Kapernaüm genêzing foun, brochten se Jaïrus it birjocht dat syn famke stoarn wie. Doe't Jezus noch mei de frou spriek, krong ien fan syn tsjinners tusken de minsken troch en sei: ‘Hear, jins dochter is al wei; wês de Master net langer lestich.’

Forslein stie Jaïrus dêr en de triennen baernden achter syn eagen. Hy hie der bang foar west, dat it sa gean soe, mar de slach wie der net minder wreed om. Syn earm bern! Nou hie er net iens by har west, doe't se stoar. Hy moast nei Jezus ta en sizze dat it nou net mear hoegde, dat it nou to let wie. En dan moast er nei hûs, nei syn frou, om har to treasten. God wist, dat er sels noch mear treast brek wie.

Mar noch ear't er by Jezus wie, noch foar't er it sein hie, seach de Heare him oan en spriek: ‘Wês net bang, Jaïrus. Ik haw sein dat ik helpe soe: leau dan oan my.’ Jaïrus wist net, hoe't Jezus it bidoelde, hy bigriep net dat der nou noch help mooglik wie, mar dochs wie er bliid mei dit wurd. Jezus soe it goed meitsje, ek al wist hy net hoe. En hoe't it hert him ek loek om nei hûs, nei syn deade dochter, hy bleau dochs by Jezus. Hy fielde it, dat dêr syn plak wie.

Doe't hja einlings by syn hûs kamen, hearden se bûten al it wégerop en it gejammer fan 'e roukleijers. Sa hearde it, as der in deade yn 'e hûs wie, dan kamen de buorlju en de freonen en jammeren om it lûdst en der waerden klei-froulju hierd om rou-lieten to sjongen en de forstoarne to priizgjen. Hoe mear der gûld waerd en hoe lûder hja jammeren, hoe better de famylje it foun. It barde wol, dat de froulju har triennen opheinden yn lytse fleskes, dy't dan biwarre waerden as in oantinken oan 'e drôve dei. En nou foaral, by sa'n fornaem man as Jaïrus en by dit swier forlies, soene se har bêst dwaen, en al lûder gûlden se en al mear wounen se har sels op.

Foar it hûs wonk Jezus tsjin de skare, dat hja bûten bliuwe moasten en allinne trije learlingen, Simon en Jacobus en Johannes naem er mei nei binnen. Hy wist hwat him dêr to dwaen stie en hy woe net, dat it folk it to witten kaem. Men koe noait witte, hwat hja dwaen soene by sok in machtich teken en it wie de tiid noch net om har iepenlik sjen to litten, dat er de Kristus wie.

* * *

Doe't er yn 'e hûs kaem, seagen de roukleijers him oan, suver as woene se sizze, dat er hjir dochs net mear helpe koe. Syn wurk wie it om 'e siken better to meitsjen: mar hjir wie in deade yn 'e hûs en nou wie it oan har ta. En lûder rôpen se wer en lûder songen de froulju dy't hierd wiene to kleijen.

It hindere Jezus, dat lûd gebear fan minsken dy't net ienris fielden hoe slim dit wie foar de âlden fan it bern. En bûtendat: it paste net yn dit hûs, dêr't hy in wûnder dwaen soe. De dea hie gjin macht oer dit famke fan Jaïrus; noch even, dan soe se wer libje en sjonge en dounsje as oare bern. En strang sei er: ‘Hwat meitsje jim hjir foar misbaer en hwat biskrieme jimme? It bern is net stoarn, mar it sliept.’

Hja bigriepen neat fan dat djippe wurd; it kaem ek net yn har op om him to freegjen, of om ôf to wachtsjen hwat er mooglik dwaen soe. Hja founen it ienfâldich bispotlik, sok sizzen: krekt as koene se net dúdlik sjen, dat it berntsje wei wie! Hwat tocht dy rabbi wol, dat er alles mar sizze koe? Miende er nou wier, dat hja de deade-klacht

songen oer in bern dat sliepte? En yn har greatskens laken se Jezus út. Doe makke dat heechmoedich laitsjen Jezus' grime geande en allegearre, oan 'e lêste ta, bande er se it hûs út. Allinne de trije discipelen en de âlden fan it bern mochten mei yn 'e sliepkeamer.

It famke lei op it platte bêd, de smelle hannen yninoar op it lekken, de wangen wyt tusken de swarte frissels. Jezus gyng op har ta en naem har by de kâlde, deade hân. Doe sei er inkeld mar twa wurden, yn 'e tael dy't er altyd spriek, deselde tael dêr't syn mem him yn rôp doe't er noch in jonge wie to Nazareth: ‘Talitha koem’, dat is: ‘Siz famke, kom der ôf.’ Noch mar amper hie er it sein, of it deade bern riisde oerein en glied fan it bêd ôf en bigoun oer it hûs to rinnen. Hja wist net better as dy frjemde man dêr by it bêd hie har wekker roppen út in lange, djippe sliep. En rêstich, as hie er net krekt in ûnbigryplik wûnder dien, sei Jezus: ‘Jow it bern hwat to iten; hja sil wol honger hawwe.’

De trije learlingen en de âlden fan it bern stiene forslein. Dat Jezus de siken better makke en de démonen útdreau, dat founen se al net sa frjemd mear, mar dat er ek in deade it libben jaen koe, dat hiene se noait tocht. Noch noait hiene se sa goed bigrepen, dat Jezus mear wie as in goede rabbi, mear as in great profeet, dat er sels God wie, de Messias, dy't komme soe. Foaral Jaïrus en syn frou wiene bliid en hja woene it wol útroppe, oan elk dy't it hearre woe: dit is hy, dy't komme soe om syn folk to forlossen. Elia en Elisa, dy hiene yn âlde tiden ek in bern út 'e deaden opwekke, mar dy moasten der om bidde, der om wrakselje mei God. Jezus die it sûnder bidden, mei in inkeld wurd út syn hillige mûle. O, hja wisten it fêst: mear as Elisa, mear as Elia wie hjir!

De Heare Jezus seach hoe tankber dy minsken wiene en it die him goed. Mar dêrom woe er noch net lije, dat hja oer dit wûnder praetten en hy lei har strang op dat hja it oan gjin ien fortelle mochten en Jaïrus en syn frou en ek de trije discipelen hâldden har oan dit wurd.

De Haedman-oer-hûndert
173

Kapernaüm wie gjin greate stêd yn 'e tiid dat de Heare Jezus der wenne, mar om't it flak by de grins lei, wie der wol altyd soldatefolk legere; de kommandant fan dy troep wie in haedman-oer-hûndert, of in centurio, lyk as de Romeinen seine. It wie yn alles in bysûnder man, dizze haedman to Kapernaüm: hoewol't er in heiden wie en út in oar lân kaem, hie er alles foar de Joaden oer en hoewol't er gjin hege rang yn it leger hie, hie er jild genôch om in nije synagoge to biteljen. Hy wie fierder in man dy't tige krekt wie op 'e tsjinst en dy't it úterste fan syn soldaten ferge, mar om't er rjochtfeardich wie en himsels ek net mijde, mochten syn mannen him graech lije. Lyk as de measte lju dy't it bitelje koene, hie er ek slaven, mar as hja goed har plicht diene en hert foar har wurk hiene, koene se it bêst by him hawwe. Der wie ien slaef, dy't bysûnder by him yn 'e gunst stie en dêr't er fan hâldde as wie it syn eigen soan.

Nou barde it op in kear dat dy slaef slim siik waerd, sa slim dat er gjin hân noch foet mear forroere koe en dat er forgyng fan pine. De centurio die der alles oan hwat er koe en liet de djûrste dokters komme, mar neat holp: de sike soe it net lang mear meitsje. Krekt om dy tiid kaem de Heare Jezus wer thús fan ien fan syn reizen en sadré't de haedman it hearde, naem er it bislút om syn help yn to roppen. Hy leaude fêst dat de rabbi fan Nazareth helpe koè; it wie allinne de fraech mar oft er it ek dwaen woè. Koe in Godsman, dy't in Joad wie, wol in wûnder dwaen foar in heiden? Soe er net sizze dat hy allinne stjûrd wie ta Gods eigen folk en dat de haedman him earst mar ris dope litte moast? Yn elk gefal wie it mar better dat er sels net nei Jezus tagyng to freegjen, mar dat in oar it foar him die.

Dat hy die de boade oan it bistjûr fan 'e synagoge en frege oft in pear fan har net foar him nei Jezus ta woene en freegje oft de Rabbi syn slaef genêze woe. De mannen fan 'e synagoge wiene daliks ré om oan syn forsyk to foldwaen en joegen har op 'en paed om Jezus to sykjen. Doe't hja him foun hiene - fansels wer midden yn in skare minsken - brochten se Him it boadskip fan 'e centurio oer. ‘Hy is it weardich’, seine se, ‘dat jo dit foar him dogge, hwant hy hat ús folk leaf en de synagoge hat hy foar ús sette litten.’

Doe't Jezus hearde dat dizze heidenske haedman sa folle foar syn slaef oer hie en dat er sa fêst yn syn wûndermacht leaude, wie er bliid en sei, dat er daliks mei gyng. Stadich, mei al it folk om him hinne, gyngen se de kant op nei it hûs fan 'e centurio, mar ien fan 'e boaden roun foarút om to sizzen dat de rabbi op kommende wei wie. It wie sa hwat bysûnders; in learaer yn Israël, dy't yn it hûs fan in heiden gyng - hy soe der wis ûnrein fan wurde - dat de haedman it wol foarút witte mocht.

* * *

De centurio hearde raer op, doe't hja him it greate nijs fortelden. Mar dat hie alhiel syn bidoeling net west, dat dy hillige Godsman by him yn 'e hûs komme soe; hy wie it net weardich sok in profeet to ûntfangen. En it wie ommers ek net nedich dat Jezus dy muoite naem! As er mar ien wurd spriek, al wie it oan 'e oare kant de stêd, dan soe syn slaef al better wêze. Hy soe fuortdaliks wer boaden stjûre....

En sa kaem it, dat doe't Jezus ticht by de strjitte wie dêr't de haedman wenne, al wer in pear man op him ta kamen. Earbiedich bûgden se foar him en earnstich seine se: ‘Rabbi, út namme fan ús hear moasten wy Jo dit sizze: Heare, doch dochs gjin muoite, hwant ik bin net weardich dat Jo ûnder myn dak komme soene; dêrom haw ik ek mysels net weardich achte, ta Jo to kommen, mar siz ien wurd en myn slaef moat genêze. Hwant ik bin sels ek in minske, dy't stiet ûnder oarmans macht en alles hwat my oplein wurd, doch ik. En ik haw sels wer soldaten ûnder my en tsjin de iene siz ik: Gean! en hy giet en tsjin in oaren-ien: Kom! en hy komt, en tsjin myn tsjinstfeint: Doch dat! en hy docht it. En sà, wit ik, kinne Jo sykten en kwalen gebiede en hja sille fan 'e minsken wike.’

Doe forwûndere de Heare Jezus him oer dizze heidenske haedman en hy tocht oan de minsken út Nazareth, syn eigen stêd, dy't net yn him leauwe woene en dy't him bisocht hiene to deadzjen. As syn

eigen folk ris sa op him bitroude as dizze heiden! Mar hy wist hoe't it gean soe: mar inkelden soene him oannimme en oan 'e ein ta yn him leauwe, mar it folk soe him forwerpe en him oerjaen yn 'e dea. En tsjin 'e minsken om him hinne sei er: ‘Ik siz jimme, sels yn Israël haw ik sa'n great leauwe net foun! En mien nou net, dat dizze haedman de iennichste bliuwe sil, dy't ta my komt en yn my leaut, mar wiswier siz ik jimme: gâns sille der komme fan Easten en Westen en sille oansitte mei Abraham en Izaäk en Jakob yn it keninkryk fan 'e himelen. Mar de bern fan it keninkryk sille útwurpen wurde yn 'e bûtenste tsjusternis, dêr't it geskriem wêze sil en it toskegeknars.’

En nei dy sombere wurden, dy't sa gau al wier wurde soene, sei er tsjin 'e boaden: ‘Gean nei jimme hear, hwant de sike is al better.’

Doe't hja yn alle haest nei it hûs fan 'e centurio gyngen, founen se de sike better en fan syn kwael genêzen.

‘Dyn sûnden binne dy forjown...’
174

Nei al de wûnders dy't de Heare Jezus dien hie, wiene it net mear allinne Galiléers, dy't him folgen en nei syn wurden harken: ek út oare streken kamen se by him en sels in mannich Skriftgelearden en Farizeën makken om him de reis nei it hege Noarden. De minsken fan Kapernaüm seagen der suver nij by op en hja founen it in hege eare; de rabbi fan Nazareth moast wol in great profeet wêze, dat sels de foargongers fan it folk by him kamen en nei him harkje woene. Mar it wie sa moai net as it like mei dat bisyk út Jeruzalem.

Hja kamen wier net om't hja yn Jezus leauden of om fan him to learen: it Sanhedrin, de heechste rjochtbank yn it lân fan Israël, hie har stjûrd om dy rabbi nei to gean en om to sjen oft er ek forkearde dingen die. It kaem net to pas, founen se, dat sa'n man út Nazareth sa mar bigoun to learen en dat er him foar in great profeet útjoech: hy hie hàr earst freegje moatten. Dat it waerd heech tiid, dat hja fan wegen kamen en ûndersyk nei him diene en as er net út God wie - en dat wie wol fêst, nei alles dat hja oer him heard hiene! - dan moasten se him it swijen oplizze, ear't er it folk noch mear forlaette en der oproer kaem.

De Heare Jezus, doe't er de hege hearen foar him sitten seach, wist mar al to goed hwat hja mei him foar hiene; hy koe har gedachten en hy wist hwat der yn har hert wie. Hja harken tige nei hwat er sei, mar it wie net om't se fan him leare woene; hja forachten him om't er út Galiléa wie en noait yn 'e haedstêd studearre hie en hja haten him om't hja it net útstean koene dat er sokke greate wûnders die en sokke skaren folk triek. Hy fielde achter har strakke gesichten de stille fijânskip en hy wist nou al hwer't dat ien kear op útrinne moast; hja soene him, har Hear en Messias, foar it Sanhedrin daegje en him foroardielje en oerleverje oan 'e dea. Elk wurd dat er sei, elk wûnder dat er die, soe har grime greater meitsje, mar hy foroare der him net om; hy die it wurk dat syn Heit yn 'e himel him oplein hie, ek al wist er dat it him de dea dwaen soe.

Op in kear wie er yn in great hûs yn Kapernaüm en gâns folk stie om him hinne om syn reden to hearren; it wie sa fol dat der gjin ien mear by koe: sels it romme binnenplein stie fol en de greate poarte. Fansels wie de députaesje fan it Sanhedrin der ek by, mar dy hoegden net bûten to stean tusken it kringend folk: de eigener fan it hûs hie har syn bêste stuollen ré set en nou sieten se lyk foar Jezus oer en der ûntkaem har gjin wurd fan hwat er sei. En doe barde der hwat, dat har haet tsjin Jezus noch folle greater makke....

* * *

Der wenne destiids yn Kapernaüm in man dy't in slimme kwael hie en lam wie oan beide fuotten. Hy hie al gâns in skoft lein en der wie gjin kâns op, dat er noch oait wer better koe. Noait soe er wer rinne troch de strjitten fan 'e stêd, noait soe er sels de kost fortsjinje kinne, noait koe er wer mei de maten op en út, lyk as yn syn jonge jierren, It wie al in wûnder dat hja him net forgetten wiene, syn fjouwer sterke, soune freonen en dat hja fan tiid ta tiid noch by him kamen om him to treasten. Net dat it holp fansels: yn sa'n great leed helpt gjin treast fan minsken!

En slimmer noch as syn lichemslijen, slimmer as alle pine en alle noed oer de takomst, wie it witten dat er in sûndich minske wie en dat er dizze ramp, dy't

oer him kommen wie, fortsjinne hie. God wie rjochtfeardich, sa wie it him altyd leard, en Hy strafte de minsken net om 'e nocht. Mar as dizze sykte him nou om syn sûnden oer kaem, dan koe er ek noait wer better wurde, hwant hoe soe er oait it kwea wer goed meitsje? Hy hie gjin jild om greate offers to bringen en hoe soe er oait mei syn lamme lea de reis nei de Timpel dwaen kinne? Altyd soe er hjir lizze, yn dizze selde keamer, op ditselde bêd, in minske sûnder takomst. Dêr lei er faek oer to tinken, deis as er allinne wie en de lange, wurge nachten dat er net sliepe koe.

Fansels hearde er ek fan Jezus en fan 'e wûnders dy't er die, mar soks koe net foar him wêze. It joech gjin foech dat in sûnder as hy, ta dy hillige Godsman gyng; hy koe net wer better, hy moast leare om geduldich to wêzen. De dea soe dochs wol ien kear komme....

Mar letter hearde er noch mear oer al dy siken dy't better waerden en doe krige er dochs noch hoop. Der wie him foar wier forteld dat de rabbi in melaetske better makke hie en as dat koe, as sa'n great Profeet in ûnreine oanroere koe, dan wie der faeks ek noch help foar him. En as it nou ris sa wie dat Jezus net allinne de ûnreinens fan it lichem weinimme koe, mar ek de ûnsuverens fan 'e siele.... It koe net, mar it liet him ek net wer los en yn 'e dagen dy't kamen wurke God yn it hert fan dizze lamme stakker it wûnder fan it leauwe, it leauwe dat Jezus alles koe en dat er ek him helpe woe. Doe't er sa fier wie, rôp er de maten en frege oft hja him nei de rabbi drage woene.

Fol moed gyngen se mei him op stap, de stille strjitten troch, nei it hûs dêr't Jezus wie, mar doe't hja by de hege poarte kamen, waerden se suver kjel. Dat hiene se noait tocht, dat it sa fol wêze soe! En mei it bêd tusken har yn, hoegden se it ek net to bisykjen om der troch to kommen. Forsichtich leine se de sike del op 'e hurde stiennen en tochten nei. It maklikste wie fansels, dat hja werom gyngen en it letter wer bisochten, mar mochten se dat in sike oandwaen? Hy leaude sa fêst dat er better wurde soe en nou foel it him sa ôf. Dy't sa lang lein hat en dan sa ticht by Jezus is, dy kin gjin ûre mear wachtsje.

En doe sei ien fan har - hy leaude sels mar amper dat it koe! -: ‘Der is oars gjin paed as oer it dak.’ Nou soene de maten him wis útlaitsje en sizze dat er net sokke nuvere dingen bitinke moast. Forgeat er dan soms dat hja in sike by har hiene?

Mar de trije freonen laken net. It dak! Der wie in brede bûtentrep en it dak fan mânske balken en basalttegels koe har maklik drage! As hja boppe Jesus wiene en hja lichten in mannich tegels, dan koene se it bêd foar syn fuotten sakje litte. It wie wol frjemd, mar Jezus soe der wis net lilk om wêze!

Hja bûgden har oer har sike maet en har eagen blonken. Doarst er it oan, de treppen op en dan nei ûnderen troch it brutsen dak? It soe him wis sear dwaen, mar it koe! De lamme glimke. Hoe soe er net doare? Hy moast nei Jezus ta, mei syn forlamme lichem en syn sûndich hert; hwat hindere it dan, hoe't er der kaem? En as dit de lêste reis wie, dat er droegen wurde moast, hwat joech er dan om in bytsje pine? ‘Toe mar’, sei er, ‘nou daliks.’ Doe pakten se jitris de hoeken fan it bêd - in simpele matte, mear wie it net - en stadich, o sa hoeden, gyngen se de stiennen treppen op. Doe leinen se him del op it gleone dak, yn 'e fûle sinne en bigounen de tegels los to brekken.

De Heare Jezus waerd net lilk, doe't hja boppe him it dak opbrieken, sels net, doe't de droege modder nei ûnderen rûgele en hy syn rede ôfbrekke moast. Yn syn hert wie oars neat as greate blydskip om sa'n great leauwe en doe't hja de lamme sakje lieten foar syn fuotten, frege er net iens hwat er woe. Hy seach yn dy donkere, smeekjende eagen en dêrmei wist er alles: it lange lijen, de pine, de soarch om 'e takomst, de langst nei betterskip -, mar hy wist ek dat dizze sike oer syn sûnden ynsiet en dat er hope op forjowing fan syn kwea. En tagelyk wist er hwat de Heit

fan him bigearde: hy moast dizze earme lijer de sûnden forjaen en syn lamme lea genêze. De Farizeën soene forgrime wêze en tsjin him ynlizze, mar dêr mocht it net om oergean. En wylst er him noch forwûndere oer it leauwe fan dizze fiif mannen, sei er tsjin de sike: ‘Myn bern, dyn sûnden binne dy forjown.’

Hy hie it noch hast net iens sein, doe seach er al dat de Skriftgelearden en de Farizeën de koppen by elkoar stieken en bigounen to mompeljen. Mar dit wie dochs troch alles hinne, dat dy rabbi út Nazareth soks sizze doarst? De sûnden koe God allinne forjaen en as in minske dat sizze doarst, dan tinge er Godsels nei de kroan! Dit wie godslaster. Miende er dan wier, dy timmermanssoan, dat hy de Soan fan God en de Messias wie? It waerd tiid dat hja him foargoed it swijen opleinen. En dan dy man, dy't dêr troch it dak hinne kaem! Koe dat nou net ien dei wachtsje? Wie soks nou fatsoenlik? En forgrime seagen se nei de lamme, dy't gjin each fan Jezus ôf hie en dy't noch forslein wie fan dat machtich wurd. As it dan sa'n bêsten-ien wie, dy man mei syn lamme skonken, hwerom makke er him dan net better? Koe er it net? Sei er dêrom: ‘Dyn sûnden binne dy forjown’, om't er net sizze doarst: Gean oerein en wannelje? It wie sa maklik om dit to sizzen: gjinien koe ommers neigean oft it wier wie of net.

En wer wist de Heare Jezus, hwat der yn har hert wie en hwer't hja him fan biskuldigen. En daliks naem er it wurd en spriek: ‘Ik wit hwat jimme ûnderinoar oer my mompelje. Jim sizze, dat God

allinne de sûnden forjaen kin en jim hawwe gelyk. Mar ik, de Minskesoan, haw folmacht fan God om op ierde sûnden to forjaen, en ik sil it jim biwiizgje. Jim hawwe sein dat it makliker is om to sizzen: Dyn sûnden binne forjown, as om to sizzen: Gean oerein en wannelje. Goed, ik hâld jim oan jimme wurd: ìk sil it slimste dwaen en dan moatte jim leauwe dat ik ek it maklikste dwaen kin. Mar às ik dat dwaen kin, de sûnden forjaen, dan bin ik ek út God.'

En dêrmei seach er wer nei de lamme en spriek: 'Ik siz dy, kom oerein, nim dyn bêd op en gean nei dyn hûs.' De lamme hearde it en tagelyk wist er dat er genêzen wie: syn lamme skonken wiene wer like sterk as eartiids en hy riisde oerein en tanke Jezus en rôlle de sliepmatte op. Doe roun er, loovjend en jubeljend, tusken de skaren troch en sette de stap nei hûs. Doe't er fuort wie, - noch hearde men syn blide stim op 'e strjitte - naem it folk op it binnenplein syn jubel oer en forhearlike God, dy't sokke greate dingen dwaen woe yn har stêd.

* * *

De Farizeën loven en songen net: de holle stie har net nei jubel. Hja woène net leauwe dat Jezus de Soan fan God wie en om't hja it net leauwe woene, neamden se him in forlieder, in falske profeet, dy't de dea fortsjinne hie. 'De Minskesoan' neamde er himsels en elk dy't hwàt fan de Skriften ôf wist, bigriep wol hoe't er dat bidoelde: it wie de namme, dy't de profeet Daniël oan 'e Messias joech! Mar hja soene noait, noait leauwe dat dizze rabbi fan Nazareth, dizze timmerman út Galiléa, de lang-biloofde Kening wie.

En nei dit greate wûnder haten se him noch nammerstomear!

De Messias en de Farizeën
175

Op in dei doe't de Heare Jezus mei in greate skare wer de stêd ynkaem, bleau er stean foar it greate tolhûs, dêr't de bilêsting ynfoardere waerd fan 'e karavanen, dy't troch de stêd trieken. De Farizeën, dy't ek wer mei west hiene, en nou ticht by Jezus rounen, skodhollen forachtlik. Dat wie nou krekt hwat foar dy Nazarener, om hjir stean to bliuwen en yn 'e finsters op to sjen! Elke echte Israëlyt soe stiif fan dat tolgeardersfolk ôfsjen en op 'e groun spije; sok naesje, dat de fijân holp en it eigen folk forrette, woe gjin ien fan har gedoente mei hawwe. Nou seach men dan mar wer hwat der yn dy Jezus siet: hy wie sels neat better as dizze tolgearders en sûnders!

De Heare Jezus murk wol, hwat de Farizeën fan him tochten, mar hy steurde him der net oan. Freonlik seach er nei ien fan de amtners, dy't dêr oer de greate boeken bûgd siet en earnstich spriek er: 'Levi, soan fan Alféus, kom en folgje dû my.' De tolgearder seach forheard op fan it wurk, mar doe't er seach hwa't him roppen hie, sprong er daliks oerein en roun op Jezus ta. 'Rabbi,' sei er bliid, 'ik bin ré om Jo to folgjen, mar jow my frij dat ik earst myn wurk oerdraech en foar it lêst mei myn freonen yt.' Fol spanning wachte er op it antwurd. As it net mocht, as er daliks mei komme moast, dan wie it him ek goed: hy soe alles dwaen, hwat dy wûndere rabbi sei.

Mar de Heare Jezus foun it goed, dat er ôfskie naem fan syn maten en dat er har in gastmiel oanbea en doe't Levi it him frege, sei er, dat er wol graech mei oansitte woe. En doe, as wie it neat bysûnders, roun er mei de tolgearders de strjitten troch, nei it hûs fan Levi.

* * *

De Farizeën bisauden har, doe't hja it seagen. Hja bigriepen net, dat hjir yn it tolhûs to Kapernaüm in great wûnder bard wie en hja wiene net bliid om dizze Israëlyt, dy't de tsjinst fan 'e Keizer opsei om to-nei syn Kening to folgjen. Hja fielden neat fan dy wûndere blydskip fan Levi: hja seagen allinne mar dy profeet fan Nazareth, dy't him ôfjoech mei sok folk. En om't hja der neat fan sizze doarsten tsjin himsels, bigounen se der oer tsjin de discipelen. ‘Skammet jimme Master him net, dat er mei dy sûnders yt?’

De Heare Jezus hie har skampere wurden heard en strang sei er: ‘Miene jimme dan wier, dat in profeet net ite mei by in sûndich minske? Mar tinke jim dan ek, dat in dokter net by de siken komme mei, om't er oars sels wol ris siik wurde koe? Né, ik siz jimme: net by de sounen moat de dokter komme, mar by dy't siik binne. En krekt sa gean ik net nei de minsken, dy't miene dat hja rjochtfeardich binne, mar nei de sûnders om har to bikearen. Dat it jowt wol foech, dat ik dizze tolgearder roppen haw ût syn wurk en him makke haw ta myn learling.’

En dat wurd wie sa fan pas, dat hja der neat tsjin sizze koene.

Net lang dêrnei, op in dei dat elken-ien yn Israël fêste, kamen de Farizeën by Jezus mei in fraech oer it fêstjen en hja leauden fêst, dat hja him dizze kear fêst sette soene. Fan âlds hoegde men yn Israël mar ien dei yn it jier to fêstjen, mar yn letter tiden wiene dêr noch in pear dagen bykommen en dy hâldde elk dan ek trou. Ek de learlingen fan Johannes ieten sa'n dei net en hja founen it frjemd, dat Jezus en syn learlingen de fêsteldagen net hâldden. Nou hiene de Farizeën in pear Johannes-discipelen meinommen en, wylst dy der by stiene, fregen se: ‘Rabbi, hwerom fêstje de learlingen fan Johannes en fan 'e Farizeën wol, mar jins discipelen dogge it net?’

En dy fraech, tochten se, koe Jezus gjin antwurd op jaen. Hy koe fansels net sizze, dat fêstjen gjin sin hie, hwant dan soene se der him op wize, dat de profeet Johannes der dochs oars oer tocht; en as er sei dat fêstjen wòl goed wie, dan soene se him antwurdzje: Mar hwerom dogge jim it dan net? Nou soe er aenstouns mei de mûle fol tosken stean, dy moaije rabbi, ta spot foar al it folk! En yn har eagen fûnke nou al de fûle spot.

Jezus seach it en hy wist hwat der yn har omgyng, mar hy waerd net lilk. En rêstich antwurde er: ‘Jim bigripe net, hwêr't jim oer prate! Hwant fêstjen, dat is oars neat as rou bidriuwe en der binne tiden, dat it goed is om yn 'e rou to gean mar der binne ek tiden dat it gjin foech jowt. Dat Johannes hie gelyk, doe't er syn learlingen oplei om de fêsteldagen to hâlden, mar nou't *ik* kommen bin, soe it gjin pas jaen en dêrom dogge myn discipelen it net.’ En wylst er him omkearde en de learlingen fan Johannes oanseach, sei er earnstich: ‘Heucht it jim net mear, dat jim Master sein hat, dat ik de Breidgeman wie en hy net mear as de freon fan 'e Breidgeman? Hoe soene myn learlingen dan fêstje, nou't de Breidgeman by har is? Der sille dagen komme, dat ek myn discipelen rouje sille, mar nou't ik der noch bin, nou jowt it foech, dat hja ite en drinke en bliid binne yn my. Mar jim hawwe noch noait bigrepen, dat alles oars wurden is mei myn komst, dat de tiid fan 'e Doper oer is en de tiid fan 'e Messias yngien, dat jim dit nije fan hjoed net twinge meije yn 'e foarmen fan juster. Jim binne as de húsfrou, dy't in gloed-nije lape set yn in tige âlde mantel, of as in man, dy't nije wyn yn âlde sekken docht en net bigrypt dat, as de wyn bigjint to wurkjen, de âlde sekken barste.’

En net ien fan allegearre, gjin learling fan Johannes en gjin Farizeër, doarst mear tsjin him ynlizze.

* * *

By in oare gelegenheit kamen de mannen fan it Sanhedrin mei Jezus yn 'e striid oer de sabbat. De sabbat, dat wie by de Farizeën in tige tear punt en dat kaem der noch gâns mear op oan as it fêstjen. Der gyng doedestiids in âld forhael, dat de Kristus net earder komme koe, as earst moast it hiele folk, jong en âld, ryk en earm, twa kear de sabbat folslein hâlden hawwe. Fansels wie dat hiele forhael dwaesheit: de Kristus Gods wiè al kommen en hy soe foar syn folk de wet folbringe, mar lykwols leauden de Farizeën it en wiene se tige strang yn dit stik. Op 'e sabbat koe der neat op troch en mei al har ynsettingen en geboaden, makken se de blide feestdei ta in straf. Dêr kaem noch by, dat somlike Farizeërs wol tige strang wiene oer oaren, mar it foar har sels net sa krekt namen.

Nou barde it op in sabbat-dei, dat Jezus mei syn discipelen in paed lâns kaem, midden tusken de nôtfjilden troch. It wie yn 'e foarsimmer en sa dêrmei de tiid fan 'e risping; noch in dei-mannich, dan soene de boeren de skerpe sichten slaen yn it ripe nôt. De discipelen hiene honger en ûnder it rinnen wei plôken se hwat fan 'e

ieren; tusken de hannen wreauwen se dy út en doe ieten se de kerlen op. It die har suver goed en moedich woene se wer fierder gean.

En doe yn-ienen stiene wer dyselde Farizeën út Jeruzalem foar har en forgrime kamen se op Jezus ta. Dit wie slimmer as alles hwat hja oan't nou ta fan dy rabbi sjoen hiene! Dat wiene nou dy mannen, dy't op 'e fêsteldei ieten en nou brieken se de sabbat ek noch. Dit wie ommers like slim as op 'e rêstdei rispje: ás in boer op 'e sabbat sichte en syn oksen foar de têrskslide spande, dan wie er de dea skuldich; dat wie yn it great, mar dit wie neat better. En bitter seine se tsjin Jezus: ‘Litte jo dat sa mar gewurde, dat jins learlingen dogge, hwat op 'e sabbat forbean is?’

De Heare Jezus seach har oan. Hy wist, dat it har nou net om 'e sabbat gyng en net om Gods hillige wet; hja wiene forgrime op him en dêrom allinne foelen se syn discipelen hurd. Hy hie har bistraffe kinnen, mar ek nou wer woe er har ûnderrjochtsje en mei great geduld sei er: ‘Hawwe jim net lêzen yn it boek fan Samuël, dat David, doe't er yn need wie, it timpelbrea naem, dat allinne de preesters ite mochten, en dat er it ek syn maten joech? Mar as David, út need, de wetten brekke mocht, dan mei ik it to-minsten dwaen, hwant ik bin mear as David! Mar net yn dit stik allinne binne jim mis: jim hiele sabbats-lear is yn 'e groun forkeard. God hat de minske de sabbat jown om to rêsten fan syn wurk en om bliid to wêzen yn Him, mar jim lizze de minsken lêsten op, dy't to swier binne om to dragen en dy't nimmen neikomme kin. En dat is net goed en net neffens Gods wollen. Hwant de minsken binne der net om 'e sabbat, lyk as jim leare, mar de sabbat is der kommen om de minske. Dêrom is it ek, dat ik, de Minskesoan, in hear bin fan 'e sabbat.’

De Farizeën joegen har ôf, swijend, om't hja net wisten hwat se sizze moasten, mar hja namen har it wurd fan Jezus net nei en haten him noch mear. In man, dy't willemoeds de sabbat briek, dat koe neffens har gjin profeet wêze.

* * *

Op in oare dei siet Jezus wer yn in keamer fan in great hûs to Kapernaüm en learde it folk, dat foar him stie op it binneplein en yn 'e poarte. De Farizeën sieten ek wer yn it formidden en hiene gjin each fan him ôf. O, as der him mar ris ien kear in forkeard wurd ûntkaem, as hja him mar ien kear op in leagen bitraepje koene, of op in wurd, dat tsjin de Skrift yngyng.

Doe waerd der in sike by Jezus brocht, in man dy't in kweageast hie en dy't stom en blyn wie en foar de eagen fan 'e Farizeën wurp er de démon út. De man, dy't fan to foaren net sjen koe, seach nou alles en koe wer prate as alle oare minsken. Lûd, tusken de hege muorren, klonk syn blide stim en hiel de skare wie bliid mei him en jubele en rôp: ‘Dy't sokke tekens dwaen kin, soe dat de Messias, de soan fan David, net wêze?’

De Farizeën, op har hege stuollen, loven net. Hwat koe it har skele, dat dy sike stakker forlost wie út 'e macht fan Satan, hwat joegen se der om, dat in stomme prate koe, in bline sjen? Hja wiene forgrime, dat dy rabbi fan Nazareth al wer in wûnder dien hie, dat al dat folk him love en him de namme joech fan ‘Davidssoan’. En dizze kear koene se der neat fan sizze: it wie net op 'e sabbat en it wie net by de wet forbean om in sike to genêzen.

En al lûder jubele it optein folk en al greater en fûlder waerd har bline haet. It koe har neat mear skele hwat se seine en mei har gleone koppen tichte byinoar, seine se: ‘It is gjin wûnder, dat er de kweageasten útwerpt, hwant hy hat syn macht fan 'e oerste fan 'e démonen, fan 'e Satan sels!’

Hja hiene it allinne mar tsjin elkoar sein, de mannen út Jeruzalem, hwant hja doarsten net mear tsjin Jezus to bigjinnen, mar midden tusken de jubel fan it folk hearde de Heare Jezus har húnjende tael. Noch noait sa goed as nou hie er field hoe great har haet wie, en har falske laster smertte him djip yn syn siel. Ien kear, dat wist er nou al, soene dizze Farizeën him de dea dwaen, mar noch wie dy tiid net kommen, noch moast er geduld ha en har fordrage. Hy stiek de hân op en it loovjend folk waerd stil. Doe kearde er him nei syn fijannen en spriek: ‘Jim sizze, dat ik troch de Satan de kweageasten útwerp, mar jim leauwe it sels net! Hwant as de Satan de satan útwerpt, dan soe syn keninkryk net bistean kinne, hwant gjin inkeld keninkryk kin bistean bliuwe, dat tsjin himsels fordield is! Sa sizze jim dan dingen, dy't jim wol witte dat net wier binne, allinne om't jim my haetsje. Mar hwat jim sein hawwe, komt ek op jim eigen hollen del. Der binne ommers ek fan jimme learlingen, dy't de kweageasten útwije: dus, dan dogge dy it ek troch de macht fan Satan. Mar as jimme learlingen de Satan tsjinje, hoe stiet it dan mei jimme sels? - Nou swije jim en sizze neat mear, hwant jim witte wol, dat ik dizze tekens doch troch de Geast fan God. Dêrom wol ik jimme noch ien kear warskôgje! Hwant alle sûnden dy't de minsken dogge, kinne har forjown wurde, sels de laster tsjin de Minskesoan, mar hwa't willemoeds de Geast lasteret en Him de Satan neamt, dy syn sûnde sil noait forjown wurde.’

Mar ek dit earnstich wurd namen de Farizeën har net nei en in dei-mannich letter die it bliken, dat hja him noch nammersto fûlder haten.

* * *

It wie wer op in Sabbat en doe't de Heare Jezus yn 'e synagoge kaem, seach er dêr in man sitten mei in lamme hân. De man wie oars soun en goed en dy hân hie ek altyd geef west, mar troch de iene of oare sykte koe it bloed der net goed mear trochstreame en wie er alhiel fortoarre. Jezus hie tige meilijen mei dy earme man, dy't wol graech wurkje woe en nou fan jowne stikken libje moast en, om't er wist dat er leaude yn syn wûndermacht, naem er him foar om him to genêzen.

Njonken de man mei de fortoarre hân sieten wer dyselde Farizeën út Jeruzalem en hja seagen oan-ien-wei nei Jezus, oft er it weagje doarst en meitsje op 'e sabbat dy stumper better. Neffens har soe dat in great kwea wêze: dy man wie net yn gefaer fan syn libben en dy sike hân koe skoan oan 'e Snein ta wachtsje. Mar de Heare Jezus tocht der oars oer. Hy wie net fan doel om dy man in dei langer yn it lijen to litten, allinne omdat de Farizeën him de genêzing net gunden. En tsjin de man mei de lamme hân sei er: ‘Kom hjir, yn it formidden!’ De man sprong oerein, forheard en bliid, en roun hastich nei foaren.

Mar ear't er him holp, seach Jezus earst noch nei syn fijannen. Hy wist wol, dat hja him wol graech deadzje woene en dêrom sei er: ‘Hwat tinkt jim, jowt it foech op 'e sabbat de minsken goed to dwaen, of soe it better wêze in minske to deadzjen?’ It bleau stil yn 'e synagoge; net ien fan 'e Farizeën koe hjir hwat op sizze. Dat dy man fan Nazareth sels har forhoalen gedachten wist! Mar hja woene gjin skuld bikenne en hâldden har stil. Noch ien kear seach Jezus har oan, grammoedich om't hja noch gjin bilies jaen woene en tagelyk drôvich om har sûnde, doe spriek er tsjin de man: ‘Stek dyn hân út!’ En dêrmei waerd de fortoarre hân wer soun en geef en wie de kwael genêzen.

Dyselde deis noch - doe wie it ynienen net slim mear, dat it sabbat wie! - rieplachten de fromme Farizeën mei har greatste fijannen, de Herodianen, hoe't hja Jezus it bêste deadzje koene.

* * *

Mar it wiene net de Farizeën allinne, dy't him yn dy tiid bidrôven mei har haet en fijânskip: ek syn eigen bruorren en syn eigen mem bigriepen him net en bisochten him fan syn wurk ôf to hâlden.

Yn it earstoan sille ek de bruorren fan Jezus wol greatsk op him west hawwe, doe't er de stêdden fan Galiléa troch gyng en sokke machtige tekens die, mar letter, doe't hja fornamen dat er oan-ien-wei yn konflikt wie mei de Farizeën, foroare dat. Sa koe it ommers noait hwat wurde, as er sa ûnforsichtich wie en sa tsjin de foarmannen yngyng. Dy't it yn 'e kant sette tsjin de hege hearen fan Jeruzalem, dy waerd de iene of oare kear finzen nommen en, as er net oppaste, soe er ta de dea foroardiele wurde. En hwerom die Jezus nou soks? Hy koe dochs wol leare en wûnders dwaen, sûnder dat er de lieders fan it folk op it sear kaem?

Dat hja praetten der mei Maria oer en makken har sa ûngerêst, dat hja mei gyng om Jezus op to heljen. Hja soene him mei nei hûs nimme, goed-skiks as it koe en oars mar mei gewelt, en dan soene se him wol bilêze dat er to-nei thús bleau, of to-minsten dat er net wer sokke noedlike dingen die. As er dan sels sa wiis net wie, dan moast er it mar dwaen om syn mem. Hja hie al genôch noed en soarch om him útstien; it koe sa net langer....

Doe't hja by it hûs kamen, dêr't de Heare Jezus learde, koene se ûnmooglik by him komme: de poarte en it binnenplein stiene stiif fol minsken, like fol as dy deis doe't se de lamme man troch it dak nei him ta brocht hiene. Mar hja hoegden ek net nei him ta: de minsken koene gerêst stean bliuwe, as hja dan it boadskip mar trochjaen woene nei foaren, dat syn mem en syn bruorren op him wachten en dat er daliks komme moast. Hja wiene kommen om him op to heljen.

It waerd Jezus drôf to moed, doe't er de wurden fan syn bruorren hearde. Der hie in tiid west, dat er alles die hwat Maria sei en dat er har folge nei Nazareth, sels doe't hiel syn hert him loek nei de timpel to Jeruzalem, mar dy tiid wie nou foargoed oer. It wie net, dat er net mei har woe: de rêst yn it stille hûs fan Maria wie better as al it leed en it lijen dat him wachte, mar hy mocht net mei! Hjir, tusken de skare, by syn freonen en by de fijannen, hjir wie syn wurk, en as er nou meigyng en die hwat syn mem bigearde, dan soe er sûndigje tsjin syn Heit. It muoide him dat er har fortriet dwaen moast, mar syn plicht gyng foar alles en hy mocht der net iens oer prate om syn wurk op to jaen. Letter, dan soe Maria him better bigripe en dan soene ek syn bruorren ynsjen hwat hja him oandien hiene.

Mar likegoed foel it him swier, om har sa gean to litten. Hwerom leauden se nou net yn him, hwerom koene se him net bitrouwe, sels al bigriepen se him net? En, as socht er treast by syn discipelen yn dizze bittere ûre nou't syn sibben tsjin him stiene, wiisde er nei har en spriek: ‘Jim sizze dat myn mem en myn bruorren bûten steane en my mei ha wolle? Sjoch, dizze mannen hjirre binne myn bruorren en myn mem, hwant ik siz jimme: dy't Gods wollen docht, dy allinne is my in broer en in suster en in mem. En siz nou tsjin har dêr bûten, dat ik net komme kin!’

En doe spriek er wer fierder ta it folk op it binnenplein.

Bern fan Abraham
176

En wer wie it sabbat, de blide rêstdei nei in lange, swiere wike. Yn ien fan 'e stêdden fan Galiléa gyngen de minsken op nei de synagoge om God to bidden en to harkjen nei syn hillich wurd. Mar dizze Sneon wie it dochs noch oars as gewoan: de rabbi fan Nazareth wie yn 'e stêd en hwa wist, soe er strak it wurd net nimme en har tasprekke, of miskien wol in wûnder dwaen. Dat elk dy't heal koe, sette dy moarns de stap nei de synagoge en sels de froulju bleauwen net binefter. Froulju, learden de Farizeën, hearden winliken net yn 'e synagoge, mar as hja apart sieten en alhiel neat seine, dan koe it der op troch, alteast as it fetsoenlike minsken wiene, dêr't neat op to sizzen foel.

Dat de oerste fan 'e synagoge seach al frjemd op, doe't der, tusken al dy mânlju yn 'e bûnte sabbatspronk, ek in frou troch de doar kaem, dy't al lang in slimme kwael hawn hie. Achttjin jier hie in kweageast har yn 'e macht hawn en koe se net rjochtop rinne,

achttjin jier oan-ien wie se kromwoechsen en hie se mei lêst har wurk dien. De synagoge-lieder seach har suver forwitend oan, doe't hja him foarby roun nei de frouljusbanken: mocht er nou sa'n kromme frou der yn litte, ien dy't boun wie troch de Satan en dêr't de flok fan God op lei? Hy tocht der noch oer om har werom to roppen en har de doar út to setten, mar dêr koe er dochs ek net oer gear komme. Hja siet dêr sa biskieden yn it fierste hoekje en as er har nou fuortstjûrde soe it in hiele opskuor jaen en hja die ommers gjin ien kwea. Der soene wis minsken wêze, dy't it him kwea ôfnamen, en dy't gjin sabbatsfreugde smeitsje koene mei sa'n forflokte yn 'e synagoge, mar dêr koe hy neat oan dwaen: it falt net ta om it elk nei it sin to meitsjen. En bûtendat, nou't dy rabbi fan Nazareth der wie, wie dochs alles oars....

* * *

De Heare Jezus hie de frou ek kommen sjoen en hy hie djip meilijen mei har. Hy seach yn har net in sûndige frou, dy't krige hwat har ta-kaem, net in forflokte dy't Gods gleone grime fortsjinne hie - hy wist dat hja dochs in bern fan God wie, al hie de Satan har dan ek achttjin lange jierren boun. Hwat in swier leed hie dit minske droegen, hwat in skande, hwat in bitter fortriet. En yn syn hillige siel baernde de grime tsjin de Satan, dy't har dit oandien hie. Hjir siet se, yn Gods hûs en noch hie dy démon macht oer har. Hjoed wie it de dei fan 'e sabbat, de dei dy't de minsken jown wie om bliid to wêzen en om rêst to hawwen fan har muoiten en soargen. Mar hoe soe dizze frou bliid wêze yn God, salang't dy démon har ried? Hoe koe se rêste, as hja de wurgens tôgje moast fan achttjin swiere jierren?

Hy riisde oerein en rôp har oan en sei dat hja by him komme moast. It waerd dea-stil yn 'e synagoge en de oerste op it podium seach donker nei de sike frou. Sa gyng it nou, tocht er bitter, as men to goed wie! Hy hie har gewurde litten om gjin opskuor to krijen en nou hiene se dit! Dit roun fansels op in wûnder út en op it brekken fan 'e sabbat en de fromme lju soene it him forwite. En dat dy rabbi him earst net iens frege, dat er himsels sa mar baes makke! Mar miskien wie dy kromme frou noch wol wizer en bleau se stil yn har hoekje. Sels in soune frou soe it net weagje en kom sa mar yn it formidden, lit stean dit forwoechsen minske, dy't ûnder it oardiel lei.

Mar de ûngelokkige frou woe *net* wizer wêze as Jezus en hja riisde fuortdaliks oerein en kaem nei foaren. Hwat koe it har skele, dat dit net neffens de regel wie, dat in frou net op it podium hearde en dat men op 'e sabbat net genêze mocht? Dy wûndere rabbi hie har roppen en al wie it tûzen kear sabbat, dan kaem se noch dêr't hy har ha woe. Hy wie út God, dy man fan Nazareth, dat leaude se fêst, en dan wie ommers alles goed hwat er sei.

En doe stie se foar him en op har wurge rêch fielde se syn barmhartige hannen en syn stim sei by har ear: ‘Frou, jo binne forlost fan jou swakkens.’ En op itselde stuit wie se alhiel genêzen: dy swiere lêst waerd fan har nommen, alle wurgens en pine foel by har wei en, foar it earst nei achttjin jier, stie se rjocht oerein. Har eagen blonken en har hert roun oer fan blydskip. Dit wie har sabbat! En dêrmei forgeat se alles om har hinne, forgeat se dat in frou net sprekke mocht yn 'e synagoge, en mei in lûde stim bigoun se God to loovjen. De mânlju yn 'e banken waerden der stil fan en harken earbiedich.

Mar doe koe de oerste fan de synagoge him ek net mear stil hâlde. Dit gyng dochs to fier, dit trelit op 'e sabbat. Dy frou hie dochs like goed in dei letter nei Jezus gean kinnen; dit wie op 't lêst gjin kwael dêr't men oan stjerre koe. En wylst er de gemeente

oerseach, sei er forwitend: ‘Der binne seis dagen yn 'e wike dat men arbeidzje moat; kom dan om jim genêze to litten, mar net op 'e dei fan 'e sabbat.’

Der wiene minsken yn 'e synagoge, dy't it mei him iens wiene en hja knikten forheftich. Hja koene net bliid wêze om dizze frou, dy't forlost wie út 'e macht fan 'e Satan, hja koène net loovje om Jezus' wûndermacht, hja seagen allinne mar de wet en de ynsettingen fan 'e âlden en it strange sabbatsgebot. En dat Jezus mear wie as de sabbat, mear as de geboaden, mear as de hiele wet, dat leauden se net en woene se net leauwe.

De Heare Jezus seach har strang oan. Hy wist mar al to goed, dat hja sa from net wiene as it like, dat it har net om 'e sabbat gyng en net om de eare fan God, mar dat hja him haten en dat hja it net fordrage koene, dat hy sokke tekens die. En dêrom naem er jitris it wurd en spriek: ‘Jimme skynhilligen! Jim okse of jim ezel, meitsje jim dy op 'e sabbat net los om har drinke to litten? En it is goed, hwant it fé hoecht gjin toarst to lijen op 'e rêstdei. Mar as dan in okse loslitten wurdt, soe ik dan dizze frou, dy't in dochter fan Abraham is en dy't de Satan nou al achttjin jier boun hie, net losmeitsje meije op 'e sabbat?’

Der wie net ien fan al dy fromme mannen, dy't der hwat op sizze doarst, mar it folk wie oer de mjitte bliid om de greate dingen, dy't Jezus die.

* * *

Op in kear - it wie wer sabbat en Jezus hie nei de synagoge west - naem in Farizeër him mei om by him to iten. It wie net út leafde dat de man him ta it gastmiel bean hie en net om't er greach fan him leare woe, mar hy en syn rike freonen namen Jezus waer om to sjen, oft er net hwat forkeards die of hwat sei,

dat tsjin de wet yngyng. Fansels wist de Heare Jezus dat wol, mar hy telde de hún en de skande net en hy gyng dochs, om't der wurk foar him wie yn it hûs fan 'e Farizeër.

De gasten skikten by de tafel en it miel bigoun, mar de doarren bleauwen iepen, dat elk dy't woe koe der yn komme om to hearren hwat der bipraet waerd: oan in dis dêr't safolle wize en gelearde mannen oansieten, foel foar in gewoan minske fêst wol hwat to learen. Mar dizze kear wie de earste dy't der yn kaem gjin man, dy't niget hie oan striidfragen oer de Wet, of dy't hwat freegje woe oan 'e Skriftgelearden: it wie in man dy't in slimme kwael hie en dy't dêrtroch wettersjochtich wie. It wie him ek wol oan to sjen; syn holle wie freeslik dik en opset en fan al it focht dat der yn syn sike lichem siet, wie er sa swier, dat syn skonken him amper drage koene. Hy hime by elke stap dy't er die en hwa't him seach koe wol bigripe, dat er sa net lang mear libje koe. As hjir net mei koarten foroaring kaem, dan moast er stjerre.

En ek mei dizze sike stakker krige de Heare Jezus djip meilijen; ek him woe er genêze op dizze blide rêst-dei. Mar om't er nou net yn 'e synagoge wie, mar yn it hûs fan 'e Farizeër, woe er earst syn gasthear der yn kenne. Né, hy frege gjin tastimming om it wûnder to dwaen - dêr hie gjin minske hwat oer to sizzen -, mar dy't biswieren hie, dy koe it nou mar sizze. ‘Hwat tinkt jimme,’ frege er, ‘jowt it foech op 'e sabbat to genêzen of net?’ It waerd stil yn 'e seal en net ien fan al de gasten doarst him to antwurdzjen; sels de gasthear, dy't dochs yn syn eigen hûs wie, weage it net om tsjin dy rabbi to bigjinnen. Doe gyng Jezus op 'e sike ta, naem him by de hân en makke him better mei in inkeld wurd. De minsken yn 'e seal koenen har eagen hast net leauwe: dyselde man dy't niist krektsa hymjend syn swiere lichem de strjitten troch sleepte, dy roun nou op 'e doar ta mei lichte, fearjende stappen. Dy't him tsjin kaem yn 'e stêd en net fan it wûnder wist, soe him wis net mear kinne.

* * *

En doe bigoun it feestlik miel, mar net ien praette mear oer it wûnder, dat der bard wie. Hja hiene foartiid neat tsjin Jezus ynlein en nou koe it net mear. Mar de Heare sels hie har noch al hwat to sizzen. ‘Jim namen it my kwea ôf, dat ik dizze man op 'e sabbat genies, ek al doarsten jim it net rjochtút to sizzen. Mar as der op 'e rêstdei ien fan jimme bern, of ien fan jimme beesten yn 'e saed falt, hwat dogge jim dan? Undersykje jim dan oft er mooglik de holle boppe wetter hâlde kin en litte jim him dan sitte, salang oan't de sinne ûnder is en de sabbat oer, lyk as de strange Wetgelearden to Jeruzalem foarskreaun hawwe? Né, mar jimme hjir yn Galiléa helje sels jimme okse der daliks út, dat er gjin wetter ynkrije sil! Ik fyn it goed, mar as jimme in okse helpe, soe ik dan op dizze sabbat-dei net in sike helpe meije, dy't wettersjochtich is?’

En wer wie der net ien dy't him antwurdzje koe.

‘Ik wol, wurd rein!’
177

Fan âlds kaem yn it lân Israël de sykte fan 'e melaetskens foar, ien fan de slimste rampen dy't de minske treffe koe. It bigoun almeast mei in pear wite plakjes, dy't lykwols útwreiden en al fierder fuortfrieten, salang oan't it hiele lichem oerdutsen wie mei sear en fingers en hannen ôffoelen. Jierren oan-ien koe dat duorje en op it lêst wie it lijen net mear to dragen en like de dea in útkomst. Lang net altyd wie it sa slim, bytiden wie it net mear as in lêstich soart útslach, mar ek dan wie de sike ûnrein foar de wet en mocht er net by de minsken forkeare. Fuort by it earste bigjin

waerd er de stêd útdreaun en moast er bûten de poarte, op it iepen fjild kampearje. Sels syn neiste famylje mocht net by him komme en him net oanroere en op 'e wegen moast er al fan fierren roppe: ‘Unrein, ûnrein!’ dat de reisbere man net sûnder erch to ticht by him komme soe. En as er al wer better waerd, dan mocht er net earder wer nei hûs, as de preester to Jeruzalem moast him ûndersocht en in tank-offer brocht ha.

* * *

By ien fan 'e stêdden yn Galiléa, dêr't de Heare Jezus gâns wûnders dien hie, forkearde doe-destiids in melaetske, dy't al tige fier hinne wie. Syn hiele lichem suver siet ûnder de wite koarsten en hy fielde, dat syn krêften minder waerden. Foar him wie der gjin hoop mear, oars net as de dea dy't ienkear in ein oan syn lijen meitsje soe. Mar it wie wol hurd, hy wie noch net

âld en it libben is sa swiet.... Bihalve dan foar melaetsken fansels!

Op in kear, doe't syn sibben him wer iten brochten en him út 'e fierte ta-rôpen, fortelden se fan in rabbi út Nazareth, hoe't dy de siken de hannen oplei en hoe't er de kweageasten útwurp en de blinen it gesicht werom joech. Alles koe er, dy Godsman, en gjin ding wie him ûnmooglik. De melaetske hearde nei dat frjemd forhael en it rekke him djip yn it hert. Fan dy dei ôf wie er suver omkeard: hy seach net langer nei de dea út, lyk as to-foaren, en hy hie wer hoop dat er noch better koe. Hy hie mar ien gedachte mear, dat er op Jezus wachtsje moast en him freegje oft er syn sike lichem genêze woe mei in wurd fan syn mûle. Oare siken lei er de hannen op, mar dat koe by him net; hy wie ûnrein. Elke kear as er dat haetlik wurd roppe moast, fielde er syn skande djipper. Unrein! O, as dy rabbi him helpe woe; as er noch ris wer in nij libben bigjinne mocht, as er wer soun wurde mocht en sterk! Hoe lang wie it lyn dat ien him oanrekke hie, syn mem, in suster, in fortroude freon?....

Hy wachte, geduldich earst, en doe yn al greater spanning. Ien kear soe er dy rabbi dochs wol treffe op 'e wegen om 'e stêd, ien kear soe er him to-mjitte gean en oan syn fuotten delfalle. Doe't de wiken foarbygyngen en Jezus noait kaem koe er it net langer úthâlde. Hy soe de stêd yngean en de rabbi sels opsykje, ek al wie it strang forbean foar ien as him. Hy hie noait in aerd hawn om krekt neffens wet en regel. En dit gyng om syn libben....

* * *

De deis dat er hearde, dat Jezus wer yn 'e stêd wie, wie er daliks biret. Mei de wide mantel om him hinne en de mûtse djip yn 'e eagen slagge er troch de poarte; doe, yn it skaed fan 'e hege huzen lâns, glûpte er de stêd yn, nei de strjitte dêr't Jezus wie. Sadré't er him seach, lyk as waerd it him ynjown, wist er: dit is mear as in minske, mear as in great profeet. Doe sloech er de mantel iepen en skuorde de mûtse ôf; nou mochten se sjen hwa't er wie en hwat him skeelde! En wylst er syn melaetske hannen nei Jezus útstiek, liet er him falle en smeke: ‘Heare, as jo wolle, jo kinne my reinigje.’

De discipelen en de minsken by Jezus sprongen kjel efterút. Hoe doarst er it weagje, dy ûnreine, en kom samar midden tusken de minsken? Joech er dan om gjin wet en regel en koe it him neat skele, dat er in stêd-fol folk oanstiek mei syn ûnhuere kwael? Hja seagen nei Jezus. Nou soe er dochs fêst wol lilk wurde en dy dryste keardel bistraffe?

Ek Jezus stie in telmannich forbaesd doe't dy melaetske dêr sa ûnforwachte foar syn fuotten foel. Ek hy foun it net goed dat dy man fan Israël Gods wetten briek, mar hy foun it nou de tiid net om him to bistraffen. Hy seach noch hwat oars yn dizze earme lijer as in wets-oertrêdder: hy seach in sterk en djip leauwe, in hertstochtlike langst nei genêzing en yn in great meilijen stiek er de hân nei him út en roerde him oan. En lûd en treastend spriek er: ‘Ja, ik wol, wurd rein.’

De man stie al oerein en syn eagen blonken fan greate blydskip. Hy wie wer soun en sterk en hy mocht wer by de minsken! Noait soe er wer heukerje op it iensum fjild, de gleone middagen en de kâlde nachten. Hy mocht wer wenje yn 'e stêd, yn it âlde hûs. En dy rabbi hie him oanroerd mei syn hillige hannen! To-nei soe er elk dy't it hearre woe, fan dit wûnder fortelle!

Mar doe hearde er Jezus sizzen - en it wie as klonk syn lûd nou strang en hast forwitend -: ‘Gean net de stêd yn en fortel oan gjinien hwat ik dy dien haw, dat de minsken my net foar in wûnderdokter oansjogge, mar nim de reisstêf op en gean nei Jeruzalem en bring it tank-offer dat Mozes dy oplein hat.’

Hy hie it wol goed heard, de genêzene, mar hy die net hwat Jezus him oplei en oeral spriek er oer it blide wûnder dat de rabbi dien hie. Hy wist net iens dat Jezus fortriet hie om syn oerhearrigens, likemin as er oait witten hat, dat er him opkearde yn syn wurk. Hwant troch syn opteine forhalen kamen de minsken yn kloften op Jezus ta en koe er yn gjin stêd komme of de skaren wiene him lêstich. It wie sa slim, dat de Heare bûten de stêd, op it iensum fjild ûntwyk socht en doarpen en stêdden mijde.

* * *

It wie yn dy tiid dat Jezus út 'e rounte fan discipelen dy't him altyd folge, tolve útsocht dy't syn apostelen wêze soene en letter, yn it lân fan Israël en dêr bûten, syn namme en evangeelje forkundigje soene. Oan dy tolve learlingen - of to-minsten oan alve fan har soe er de opdracht jaen om syn wurk fuort to setten en om syn tsjerke to bouwen. Ear't er syn kar die, kleau er op in berch en bidde er in lange nacht....

De tolve wiene: Simon en Andréas; Jacobus en Johannes; Filippus en Nathanaël, dy't ek faek Bartholoméus neamd wurdt; Matthéus en Thomas; Judas dy't ek Thaddéus hiet en in oare Judas dy't de bynamme Iskariot hie; Jacobus, de soan fan Alféus en Simon de Seloot.

De Rede op 'e Berch
178

Op in kear, doe't syn tolve discipelen by him wiene en ek in hiele skare minsken út Galiléa en Juda en út it lân oer de Jordaen by him kamen, kleau Jezus op in berch en gyng dêr sitten om it folk to learen. Hy spriek lang, dy kears en de minsken harken mei greate oandacht, hwant hy learde har greate en djippe dingen yn sokke ienfâldige en kleare wurden, dat elk it neikomme koe. Mar net allinne syn wize fan sprekken boeide har, mar ek hwàt er to sizzen hie rekke har djip yn it hert; it wie sa hiel oars as hwat de Skriftgelearden en de Farizeën learden.

De Farizeën seine altyd, dat God foaral de wize en de rike minsken leaf hie en dat dy wis yn 'e himel kamen, as hja trou yn 'e wet en de ynsettingen fan 'e âlden studearren en presys diene, hwat foarskreaun wie. It wie fansels ek wol mooglik dat gewoane minsken bihâlden waerden, mar dat gyng net sa maklik en dat hja earm wiene, dat wie nammers al in teken, dat God forgrime wie om har sûnden. Sa waerd it de minsken altyd foarpreke en dat leauden se ek, dat it wie gjin wûnder dat de skare forslein wie, doe't de Heare Jezus it wurd naem en de earmen en fordrukten sillich neamde en it wé útspriek oer elk dy't ryk wie yn himsels en net yn Jezus leaude. Hy die syn mûle iepen en sei:

> ‘Sillich de earmen fan geast, dy't démoedich alle fordrukking drage en wachtsje op Gods help, hwant foar sokken is it keninkryk fan 'e himelen.
> Sillich dy't treurje, hwant hja sille treastge wurde.
> Sillich de sêftmoedigen, hwant hja sille de ierde ervje.
> Sillich dy't honger en toarst hawwe nei de gerjochtichheit, hwant hja sille sêdde wurde.
> Sillich de barmhertigen, hwant harren sil barmhertichheit dien wurde.
> Sillich de reinen fan hert, hwant hja sille God sjen.
> Sillich dy't frede meitsje, hwant hja sille bern fan God neamd wurde.
> Sillich dy't forfolge wurde om 'e gerjochtichheit, hwant harres is it keninkryk fan 'e himelen.
> Sillich ek jimme, as hja jimme forfolgje om myn Namme, hwant jimme lean sil great wêze yn 'e himelen.

“Sillich de earmen fan geast....”

> Mar wé jimme, dy't ryk binne yn jimsels en net op God bitrouwe, hwant jimme hawwe jimme treast al op 'e ierde. Wé jimme, dy't nou laitsje, hwant jimme sille skrieme. Wé jimme, as alle minsken mar goed fan jimme sizze, hwant sa diene har âffaers mei de falske profeten.'

* * *

En dêr sieten se dan, dy earmen en ienfâldigen, dy fiskers út Galiléa, dy simpele boereminsken, dy lytse boargers en lytse keaplju, bidlers en tolgearders, al dat folk, dat by de wrâld gjin tel wie en dêr't de Farizeën út 'e hichte op delseagen - en Jezus spriek har ta:

> Jimme binne it ljocht fan 'e wrâld. Mar men stekt gjin lampe op om dy ûnder de nôtmjitte to setten, mar de lampe moat op 'e ljochter en skine foar allegearre dy't yn 'e hûs binne. Sa moat ek jimme ljocht skine foar de minsken, dat hja jimme goede wurken sjogge en om jimme jim Heit, dy't yn 'e himelen is, forhearlikje.

It wiene wol frjemde en greate dingen, dy't Jezus sei. Wiene hja, de earmen en de lytsen, dan it ljocht fan 'e wrâld? Hong it keninkryk dat komme soe dan net fan 'e riken en de greaten ôf en fan har wetsbitrachting? Hie de wrâld dan forlet fan de needrigen en fan har goede wurken? Ja, spriek Jezus, mar forsin jimme net en tink nou net, dat it maklik is om dy goede wurken to dwaen. De Farizeën leare jim dat it oankomt op fêstjen en op it waskjen fan hannen en itensark en op it hâlden fan 'e sabbat, mar ik siz jimme dat it oankomt op it hert. Net dat ik kommen bin om de wet fan Mozes to ûntbinen, ik bin kommen om de hiele wet to folbringen, mar Gods wet to folbringen is swierder as alles hwat de Farizeën jim oplein hawwe.

> 'Hwant der is jimme leard fan 'e âlden: "Dû silst net deaslaen, mar ik siz jimme, dy't syn broer allinne mar hatet, dy is al in dea-slagger.
> En der is jimme leard dat jim de Heare offerje moatte yn 'e timpel, mar ik siz jimme, as dyn offer al by it alter leit en it komt dy yn it sin dat dyn broer hwat tsjin dy hat, lit dan it offer wêze en gean hinne en meitsje it earst yn oarder mei dyn broer en kom dan en offerje dyn jefte.
> De âlden hawwe sein "Dyn eed silstû net brekke, mar dû silst de Heare dyn eden bitelje", mar ik siz jimme: Swar hielendal net, mar lit jimme wurd wêze ja, ja en né, né en al hwat dêr boppe komt, is fan 'e kweade. Jim hawwe altyd leard dat it wêze moast: "Each om each, en tosk om tosk", mar ik siz jimme: Dy't dy slacht op it rjochterwang, hâld dy ek it oare ta.
> En jim hawwe leard dat der sein is: "Dyn neiste silstû leavje en allinne de fijân haetsje", mar ik siz jimme: Leavje jimme fijannen, seingje dy't jimme forflokke, doch goed hwa't jimme haetsje en bid foar dy't jimme kwea dogge en jimme forfolgje.'

* * *

En dêrnei warskôge er har earnstich, dat hja har goede wurken net dwaen moasten foar it each fan 'e minsken, lyk as doetiids wol dien waerd. Hwa't in earme hwat jaen woe, dy liet soms earst in slaef op 'e trompet blaze, dat elk it sjen soe en hwa't in great gebet dwaen woe, die it soms op 'e hoeke fan 'e strjitte, dat it foaral mar opfalle soe.

‘Mar dû, astû bidst, gean yn dyn binnekeamer en brûk gjin omhael fan wurden, lyk as de heidenen dogge. Hwant jimme Heit yn 'e himelen wit ommers hwat jim nedich hawwe, noch ear't jimme Him freegje. Mar bid jimme sa:
“Us heit, dy't yn 'e himelen binne,
Jins namme wurde hillige;
Jins keninkryk komme;
Jins wollen barre, allyk yn 'e himel, sa ek op 'e ierde;
Jow ûs hjoed ûs deistich brea;
en forjow ús ús skulden, allyk ek wy forjowe ús skuldners;
en lied ús net yn forsiking, mar forlos ús fan 'e kweade;
hwant Jowes is it keninkryk en de krêft en de hearlikheit oan't yn ivichheit. Amen.”
En haw gjin noed dat God jimme gebet net forhearre sil: Sjoch nei de fûgels fan 'e himel: hja siedzje net, noch rispje net, noch bringe net gear yn 'e skuorren en dochs jowt jimme himelske Heit har iten. En sit net yn oer de klean; sjoch nei de leeljes, hoe't hja waechse: hja bodzje net en spinne net en ik siz jimme: Salomo yn al syn pracht wie net klaeid lyk as ien fan harren. Soe God dan jimme net earder jaen hwat jim ha moatte as de fûgels en de blommen?
Dêrom: Bid, en jimme sil jown wurde; sykje en jim sille fine, klopje oan, en der sil jimme iependien wurde. Hwant elk dy't bidt, dy ûntfangt, en dy't siket fynt en dy't oankloppet dy sil iependien wurde.’

* * *

Mar, dat hja nou net tinke soene, dat hja alles mar fan God bigeare koene en dat Dy har alles op har wurd mar jaen moast, learde Jezus har dêrnei noch, hwat it heechste is yn it libben en hwêr't men foaral

om bidde moat. It giet der net om, dat de bern fan God har skatten forgearje op 'e ierde, hwant dy rykdom forgiet, mar hja moatte har skatten garje yn 'e himel, skatten dy't noait forgean en dy't gjin ien har ûntnimme kin. Hwant net de dingen fan 'e ierde bitsjutte it measte yn it libben fan de minsken, mar it alderheechste is it keninkryk fan 'e himelen en syn gerjochtichheit.

* * *

En doe, om har noch ien kear goed op it hert to binen, dat hja syn wurden oannimme moasten, fortelde de Heare oan 'e ein noch in koarte gelikenis, in hiel gewoan forhael, mar dat in djippe sin hie.

> ‘It is mei jimme as mei dy beide minsken dy't har sels in hûs bouden. De iene wie in wiis man en hy boude syn hûs op 'e stienrots. It foel net ta om yn 'e hurde stien in plak foar de founeminten út to kapjen, mar doe't it ien kear klear wie, stie it fêst. En de stjalprein sloech del en de berchstreamen kamen, en de stoarmen rûsden en sloegen tsjin it hûs oan, mar it foel net yn, hwant it wie op 'e stiennen grounfêste. De oare man, lykwols, wie dwaes en boude syn hûs op it sân. It wie sa mar klear, mar doe't de stjalprein delsloech en de stoarmen rûsden en tsjin dat hûs oansloegen, foel it yn en syn fal wie great. Elk fan jimme dan, dy't dizze myn wurden heart en dêrneffens docht, sil lykje op 'e man dy't op 'e stienrots boude. Mar hwa't dizze myn wurden heard hat en der net nei docht, dy liket op 'e man dy't boude op sân.’

* * *

Doe't de skaren nei hûs teagen, elk nei syn doarp en stêd, wiene se der stil fan. Noch noait hiene se ien heard, dy't sa sprekke koe as dizze rabbi fan Nazareth en noch dagen neitiid moasten se iderkear wer oan syn wurden tinke. Hja leauden nou fêst, dat Jezus in great profeet wie en mannichien hope dat er noch mear wêze soe: de Messias, dy't komme moast. Hja tochten dat Jezus nou wol gau it keninkryk yn Israël oprjochtsje soe. It kaem net yn har op, dat dat keninkryk yn it forburgen wêze soe, dat de Man fan Nazareth net op 'e troan, mar yn it grêf komme soe en dat it mei him gean soe troch de djipte nei de hearlikheit. Doe't hja dat bigriepen, letter, wiene der mar inkelden, dy't him trou bleauwen en oan 'e ein ta yn him leauden.

En sels de learlingen bigriepen noch net folle fan hwat der barre soe en fan de djippe wegen, dy't har Heare lâns moast. Mar hja leauden dan to-minsten yn him en hja hawwe noait forgetten hwat er har doe dy deis op 'e berch leard hat. Lange, lange jierren letter, doe't de Heare Jezus al lang opstien wie út 'e deaden en opfearn nei de himel, hat Matthéus, ien fan 'e tolve, it foar ús opskreaun.

Gelikenissen
179

Op in kear, doe't de Heare Jezus wer in greate skare minsken kommen seach oan 'e kant fan 'e mar, gyng er op in skip, ticht by de wâl, sitten en sa spriek er ta it folk. Yn brede rigen sieten se op it flakke strân en oer it stille, spegeljende wetter kaem syn klear en rêstich lûd. It wie sa stil, dat gjin ien fan syn wurden har ûntkaem en sels de discipelen, dy't nou al sa lang mei him op en út west hiene, harken as hearden se him foar it earst.

Oan't nou ta hie Jezus, as er it folk learde oer it keninkryk fan God, der hiel gewoan oer sprutsen, sûnder byldspraek, rjocht op 'e man ôf, mar hy wist dat it net folle holpen hie. O, hja founen it wol moai as Jezus ta har spriek, hja founen dat er it wûndermoai sizze koe, folle moaijer as de Farizeën en de Wetgelearden en elke kear as er in great wûnder die, wiene se optein oer syn macht, mar fierder foroare der neat. Hja leauden net echt yn him en bikearden har net fan har sûnden en hja hiene net alles foar him oer, lyk as syn discipelen. Soms, as er har blide jubel hearde as er in sike de hannen oplein hie, seach er har drôvich oan: dizze selde minsken, dy't him nou nei-rounen en oan syn lippen hongen, soene him letter oan 'e dea ta haetsje! Hja wiene it net langer wurdich, it evangeelje fan it keninkryk to hearren en fan dy tiid ôf bigoun er har to learen yn gelikenissen.

Koarte, simpele forhalen wiene dat, oer hiel gewoane dingen, mar dy't in djippe, geastlike bitsjutting hiene. De learlingen en alle oaren, dy't fan him leare woene en dy't wier yn him leauden, dy soene de djippe sin forstean, mar hwa't it net ynmoed wie, dy soene de forhalen wol hearre, mar der neat fan bigripe. Der lei hwat yn fan straf en fan oardiel: dy't syn kleare wurden net oannimme woene, dy moasten it nou fuort-

oan mar dwaen mei forhalen en gelikenissen. Mar al wie it dan straf, hy stjitte se dochs net ôf, dy minsken út Jeruzalem en út Galiléa en as hja it net bigripe koene, dan mochten se frij komme en freegje him; hy wie altyd ré om it har út to lizzen, by dei en by nacht.

'....doe kamen de fûgels en pikten it op.'

Hwant noch altyd hie er se leaf, dy minsken dy't sokke reizen om him makken en dy't soms hiele dagen nei him sieten to harkjen; hy woe har sa graech winne en har de frede jaen yn it ûnrêstich hert. It wie al moai, dat hja dêr sa stil sieten en nei him harken.... Mar doe tocht er der oan, dat hja dat ek noch leare moasten: harkje en dat de measten it noait leare soene. En wer bigoun er to sprekken, dêr op 'e roerbank fan it smelle skip en hy fortelde har de gelikenis fan 'e siedder.

'Sjoch, in siedder gyng út om to siedzjen. Hy die goed syn bêst; mei greate stappen roun er de ikker oer en struide it sied yn it iepen lân. Mar in diel fan it sied foel op it paed en op 'e hurde groun bleau it lizzen; doe kamen de fûgels en pikten it op.

En in oar diel foel op 'e rotsgroun, dêr't it net folle ierde hie en it skeat sa mar op en de minsken seine, dat it der tige moai foarstie. Mar doe't de simmer kaem en de sinne gleon waerd, forskroeide it en om't it gjin woartel hie, fortoarre it.

En wer in oar diel foel op in plak, dêr't it jiers tofoaren gâns stikels stien hiene; dy wiene wol forbaernd en it lân wie ploege, mar it sied fan it ûnkrûd siet der noch yn 'e groun. Dat mei de goede weet skeaten ek de stikels op en woechsen hurd en smoarden it skoandere nôt.

Mar der wie ek in diel, dat yn 'e goede ierde foel en dat woechs op en doe't it de tiid fan 'e risping wie, joech it rike frucht: it iene hûndertfâld en it oare sechstichfâld en it oare tritichfâld.

Dy't earen hat om to hearren, lit dy goed harkje...'

* * *

Noch folle mear gelikenissen fortelde de Heare Jezus dy dei, mar foaral oer de gelikenis fan 'e siedder tochten de discipelen nei. It forhael sels wie sa ienfâldich en it waerd sa moai forteld: hja seagen de siedder oer de ikker gean, hja seagen syn swaeijende earm en it sied dat foel yn 'e iepen fuorgen, mar hja fielden dat it dêr net goed mei wie, dat der in djipper bitsjutting wêze moast, eat dat har net dúdlik wie, en dêr't it krekt op oan kaem. En doe't, op 'e lette middei, de skaren fuortgyngen, elk nei syn doarp of stêd, gyngen se nei Jezus ta: de tolve, mar ek noch in mannich oaren, dy't yn him leauden.

'Heare', seine se, 'hwerom dogge jo dat nou, dat jo ús leare yn gelikenissen en net mear lyk as oars?'

De Heare seach oer it fjild, nei de skaren dy't dêr rounen yn it lêste ljocht fan 'e sinne en drôvich sei er: ‘It is om't hja myn wurden net oannommen hawwe mei in leauwend hert; dêrom sprek ik nou yn gelikenissen, dat hja wol hearre, mar net bigripe en har net bikeare. Ik hie sa graech wollen dat hja bleaun wiene en mei jim kommen wiene om my to freegjen, mar hja wolle net. En dêrom wurdt oan har folbrocht hwat de profeet Jesaja Sein hat: “Hwant it hert fan dit folk is stomp wurden, en mei de earen hawwe se biswierlik heard, en har eagen hawwe se tadien, dat hja mar net sjen soene mei de eagen, en net hearre mei de earen

en net forstean mei it hert en har net bikeare en Ik har mar net genêze soe”.

Mar mei jimme is it oars, hwant jim wolle sjen en jim bigeare to hearren. Hwant wiswier siz ik jimme: Gâns profeten hawwe bigeard to sjen de dingen dy't jim sjogge, en hja hawwe se net sjoen, en to hearren de dingen dy't jim hearre, mar hja hawwe se net heard.’

Hja seine: ‘Mar wy bigripe net alles, Heare. Siz ús hwat it forhael fan 'e siedder bitsjut.’

En earnstich antwurde Jezus: ‘Mar as jim dizze gelikenis net bigripe, hoe sille jim dan al de oare forstean? Mar ik bin dochs bliid, dat jimme my freegje. Harkje dan nei de gelikenis fan 'e siedder:

De siedder is elk dy't it boadskip bringt fan Gods keninkryk: Ik bin it, en jimme letter, en elk, dy't yn myn namme sprekt en oer my fortelt. En it wurd dat ik bring en dat al dy oaren bringe sille, nou en letter en yn alle ieuwen, dat is it goede sied.

Mar der binne minsken, dy't it wurd fan it keninkryk hearre, mar hja forstean it net en hja wurde der net oars fan; dan komt de Satan en nimt it wurd wei, dat yn har siedde wie. It is der mei as mei it sied, dat foel op it hurde paed en dat de fûgels oppikten.

En de oaren, dy't op 'e rotsgroun bisiedde binne, dat binne de minsken dy't it wurd mei blydskip hearre en it ek oannimme, mar it sit net djip en as der fordrukking komt of forfolging, dan wurde se fuortdaliks bang en leauwe net mear.

Der binne ek minsken, dy't it wurd wol oannimme en foar in tiid binne hja der bliid mei, mar hja geane op yn 'e dingen fan 'e wrâld; it jild kriget har yn 'e macht en de soarch oer har rykdom forsmoart it wurd, dat it syn wurking net mear dwaen kin en hja sette gjin frucht. It giet der mei as mei it sied dat yn 'e stikels foel.

Mar der binne ek oaren by hwa't it wurd yn 'e goede ierde falt: dy nimme it oan yn har hert en it docht syn wurking en hja bikeare har en drage rike frucht, de iene hûndertfâld en de oare sechstichfâld en wer oaren tritichfâld.

Lit it sa ek by jimme gean! Ik siedzje it wurd yn jimme herten en nou moat ik wachtsje, dat it opkomt en God de waechsdom jowt, lyk as de boer, dy't it sied yn 'e ierde struit en hy wachtet, nacht en dei, en it sied ûntjowt him en it nôt waechst op en hy wit sels net hoe.

Wês dan net bang, as de twivel komt en jimme leauwe noch sa lyts is; hwant ik siz jimme: hwat lyts bigjint, dat kin great en sterk wurde. Sa is it ek mei it keninkryk fan God. Mien net dat it hastich komme kin, of troch macht en gewelt; it moat waechse, lang en yn stilte, ear't it iepenbiere wurdt foar de minsken.’

De Stoarm
180

Hiel dy lange dei, yn 'e gleone sinne, hie de Heare Jezus op it skip sitten om it folk to learen en doe't de skaren har wegen gien wiene, hie er noch mei syn learlingen praet; doe't er einlings ophâldde, koe er net mear. Sa wurch wie er, sa deadlik wurch, dat er der tsjin oan seach om nei hûs en, op 'e selde hurde bank dêr't er al dy ûren sitten hie, joech er him nou nei rêsten. ‘Wy sille oerfarre nei de oare wâl’, sei er tsjin de discipelen, ‘en dêr in pear dagen bliuwe. Ik bin oan rêst ta en as wy hjir bliuwe, steane moarnier de skaren al wer op my to wachtsjen.’ Doe joech er him del op it kjessen dat dêr lei en daliks foel er yn in djippe sliep.

De discipelen makken alles klear foar de oertocht, bliid dat de Master nou dochs ris hwat rêst nimme woe. Hy makke it him dochs al fiersten to drok mei al dy minsken; sels yn 'e lette joun kamen se by him mei har sykten en kwalen en bytiden stiene se ier yn 'e moarntiid al wer foar de doar. Dan wie it better oan 'e oare kant fan 'e

mar, dêr't gjin Israëliten wennen en dêr't de minsken him net koene. Mar faeks gyng er dêr net iens nei de stêdden ta en wie it syn doel om yn it iepen fjild to bliuwen, yn it stille heuvellân of yn 'e wide steppe.

Doe't alles klear wie en de beide smelle skippen ré, gyngen se fan 'e wâl. Destiids, doe't se noch fisken, wiene se wend om by it wurk to sjongen; it roeide noait better as op 'e maet fan in fleurich liet, mar dat koe nou net: hja soene net graech wolle, dat Jezus wekker waerd. Hy moast wol tige wurch wêze, dat er nou, yn 'e joun, noch nei de oare wâl woe. Yn 'e neinacht en yn 'e iere moarn wie it altyd stil, mar krekt yn 'e lette joun koe der yn dizze tiid fan it jier sa mar in stoarm opkomme; men fornaem it net fan to foaren en de wyn sloech sa mar ûnforhoeds fan 'e bergen del. Mar miskien hie de Master dêr net iens

by tocht: hy kaem fan Nazareth, út it heuvellân en hy wie net, lyk as Simon en de oaren, great wurden by it wetter. Yn elk gefal hoegden se net yn noed to sitten; mei Jezus by har, koe der gjin ûnwaer komme.



‘Rêd ús, Heare, of wy forgeane!’

En sa roeiden se fierder, de discipelen, al fierder it Easten yn, al fierder fan 'e feilige wâl: twa lytse skippen op 'e wide mar, ûnder de hege loft. En noch noait hiene se har sa feilich field op it wiffe wetter, as dizze lette joun, nou't de Soan fan God to sliepen lei op it foarste skip....

* * *

En doe ynienen, doe't se efkes rêst namen en de riemen stil yn it wetter hongen, hearden se, heech yn 'e loft, it fluitsjen fan 'e wyn. Noch wie it ûnder stil, noch lei de mar as in donkere spegel, mar it soe net lang mear duorje. Bang taestten se nei de lange riemen en út alle macht setten se ta; it ranke boat skeat troch it wetter, mar hja wisten, dat hja noait mear op tiid oan 'e wâl koene.

Midden op 'e mar wiene se noch, doe't de stoarm losbriek, in stoarm sa't hja noait meimakke hiene yn 'e tiid dat hja fisken. De wyn gûlde troch de touwen en de oerstjûre weagen sloegen oer it skip. As it net gau bikaem, as dizze stoarm net foel, dan sloegen strak de boaten fol en dan kaem der net ien fan har wer oan lân!.... Mar dat koe dochs net.... Jezus wie der ommers ek noch, Jezus, dy't sliepte yn it fûlst fan 'e stoarm!.... Hy koe alles, hy koe har rêdde, sels al sonk it skip....

It needwaer boaze noch oan; al wylder slingeren de lichte skippen, al lûder bearde de wyn. Dat Jezus nou noch sliepe koe! Fielde er der dan neat fan, dat it wetter syn mantel trochwiet sloech? Wist er dan net, dat syn learlingen yn gefaer wiene, dat hja fordrinke moasten, as hy net wekker waerd en har rêdde?

En doe fleach it har oan en bang en beevjend gyngen se nei him ta en makken him wekker. ‘Heare, witte jo dan net hok waer it is? Rêd ús, Heare, of wy forgeane!’

* * *

De Heare Jezus, dy't net wekker wurden wie fan it bolderjen fan 'e wyn en fan it gewelt fan 'e weagen, hearde har daliks. Hy sloech de eagen op en seach har forwitend oan. Wiene se nou noch bang, sa ticht by him? Wisten se nou noch net, dat er har biwarje koe yn alle noed en need, sels al sliepte er? ‘Hwer is nou jimme leauwe?’ frege er. ‘Hwerom binne jim sa binaud?’

En daliks doe't er dat sein hie, riisde er oerein. Noch wie er wurch, mar hy fielde it net iens mear; hy koe net mear oan himsels tinke; nou't de Heit yn 'e himel wurk foar him hie. Hwant nou wist er, dat dit gjin gewoane stoarm wie, lyk as der yn 'e foarnacht sa faek delsloech fan 'e westlike bergen. Dit wie it wurk fan 'e Satan, dy't him deadzje woe yn 'e sliep! Heech en rjocht stie er dêr op it efterskip en fól grime seach er út oer de forbolgen mar. En al mar stoarmen se op him oan, al dy weagen

mei har wite skomkoppen, in leger fan Satan, dat him fordylgje woe. Mar ek nou soe er it net winne, syn âlde fijân. Ien kear hie er him oerwoun, doe't er honger hie; nou wie er oan 'e dea ta wurch, mar ek nou soe er it winne. En wylst er de hân útstiek nei de oerstjûre weagen, sei er ien inkeld wurd. ‘Wês stil!’ bitsjutte dat. De discipelen hearden oan syn lûd, dat er fol grime wie.

Hy hie it noch hast net sein, doe foel de wyn al en tagelyk wiene ek de weagen stil. De mar, dy't niistkrektsa noch wyld wie en forbolgen, wie nou glêd as in spegel; it skip glied troch it stille wetter as hie der gjin stoarmwyn west.

En wer, dizze frjemde nacht, wiene de learlingen bang; nou net mear fan it wetter en fan 'e driigjende dea, mar fan 'e macht fan Jezus. Hja wisten it al lang, dat er greate wûnders dwaen koe, dat er alle kwalen genêze koe en dat er sels de dea oermânsk wie, mar noait hiene se tocht, dat sels de wyn en de weagen him hearrich wiene. En mei sa'n Master wiene se nou op dit bihindich skip en hy wist alles, hy wist ek har ûnleauwe, har bangens. Hwêr, o, hwêr moasten se skûlje foar syn alsjende eagen?

Hja sochten elk syn plak wer op en woene wer bigjinne to roeijen. Gjin ien doarst mear in wurd to sizzen, sa skammen se har. Doe naem Jezus it wurd en bistrafte har jitris, mar hja hearden, dat er net lilk mear wie en dat er har forjown hie. Swijend, mei in tankber hert, bigounen se to roeijen....

Op it hurde hout fan 'e roerbank sliepte de Heare wer.

It Legioen fan Satan
181

Yn it lân fan Décapolis - Tsien-stêdde-lân bitsjut dy namme - wennen yn dy tiid gjin Israëlieten mear. Foaral de biwenners fan Gadara, de haedstêd, wiene echte Hellenisten, dy't de goaden fan Grikelân tsjinnen en mei forachting delseagen op it folk fan 'e Joaden mei har ûnbigryplike seden en har tsjinst fan ien inkelde god. Net fier fan 'e Mar fan Gennésareth lei it lytse stedtsje Gerasa en noch tichter by de marswâl, dy't hjir heech en steil wie, wiene yn 'e heuvels de grêven úthoud.

Yn en by dy sombere grêven hâldde doedestiids in man ta, dy't fan 'e kweageasten riden waerd. Hy hie it wol slim: net ien, mar in hiele mannichte démonen wiene yn him fearn en diene mei him, hwat hja woene. Dat hy wie altyd bang, dat de minsken him hwat dwaen soene en hy mijde de stêdden en de doarpen. Faek swalke er roun op it fjild en nachts wie er leafst yn 'e grêven, dêr't gewoane minsken by donker net komme doarsten. Mar oare kearen dreauwen de kweageasten him de wegen op en foel er de reizgers oan, dy't dy kant útkamen.

Dat koe fansels sa net bliuwe, dat de mannen fan Gerasa namen him en bounen him mei sterke koarden, mar hy skuorde him wer los en flechte fan nijs de heuvels yn. Syn haet tsjin de minsken waerd aloan greater en gjin-ien koe mear de wegen lâns komme, dêr't hy syn komst hie. Doe teagen in keppel sterke keardels der op út om him jitris to fangen; as in wyld bist jagen se him op en nei in fûle striid twongen se him oer de groun en bounen se him mei koperen bannen. Sa, tochten se, mei de boeijen om 'e hannen en 'e ankels, koe er neat mear bigjinne.

Mar op in kear, doe't er wer in oanfal krige, makken dy démonen him sa bang, dat er alles koe; yn syn wylde grime skuorde er de koperen boeijen en sûnt dy deis doarst gjin ien him mear binei komme en lieten se him yn syn wêzen. Hy waerd noch wylder en teach syn klean út en sa libbe er as in bist tusken de grêven. De démonen krigen him al mar mear yn 'e macht.

* * *

En nou wie Jezus dan yn it lân fan Décapolis en mei syn discipelen gyng er tusken de grêven troch, de wei nei Gerasa lâns. Hy wie hjir kommen om út to rêsten en ek om't er mei syn learlingen prate woe oer it lijen dat komme moast en dêr't hja noch sa'n bytsje fan bigriepen. En hwer soe dat better kinne as hjir, yn dit wide steppelân, dêr't gjin ien him koe en dêr't gjin skaren him lestich wiene? Ek de discipelen wiene bliid, dat hja hjir hinne gien wiene; it wie foar it earst nei lange wiken, dat hja de Master foar har sels hiene.

Mar sels nou noch, mei Jezus by har, wie har blidens net folslein: hja koene it net forjitte, dat dit goede lân hjirre fan âlds by Israël hearde en dat der nou heidenen wennen. En wylst hja harken nei Jezus' wurden, gyngen iderkear har eagen wer nei in fiere heuvel, dêr't in machtige keppel bargen weide. Bargen! Der wiene gjin ûnreiner en forachtliker dieren en dizze wiene dan miskien ek noch oan Zeus, de heechste god fan 'e Griken wijd! Men moast der net ynkomme, dat soks sa mar koe. En hoe lang moast it noch duorje ear't Jezus it keninkryk yn Israël oprjochte en hiel Gods lân suvere fan alles dat ûnrein wie en ûnhuer?

En dêrmei bleauwen se forheard stean en heven kjel de hannen omheech. Tusken de grêven wei kaem in man op har ta, roppend en bearend, de fûsten omheech, net oars as woe er har to liif. Doe't er tichter by kaem seagen se, dat it in dwylsinnige wie: syn gesicht wie forlutsen fan wylde haet en hy hie sa goed as gjin klean mear oan. Hja doarsten net fierder to gean; it

wie klear to sjen, dat dizze man kwea yn it sin hie en dat er nearne foar stie.

Allinne de Heare Jezus wie net bang en roun rjocht op 'e man oan; doe't er him oanseach, strak en twingend, bleau de dwylsinnige stean en koe gjin stap mear forsette. Noch stie er to triljen op syn skonken, noch wie syn antlit forwrongen fan grime, mar de hannen, dy't er niist noch sa driigjend útstiek, hongen nou slop. En doe ynienen, mei in lûde skreau, liet er him foar Jezus' fuotten falle en bigoun er to roppen. ‘Hwat hastû mei ús to meitsjen, Jezus, dû soan fan 'e heechste God? Ik biswar dy, pinigje ús net foar de tiid.’

Ut dy inkelde wurden wist Jezus hoe slim dizze man yn 'e macht fan Satan wie. Sels koe er Jezus net, hy hie him noch noait sjoen en dochs neamde er him: ‘de Soan fan 'e heechste God.’ It wiene de démonen dy't bang foar Jezus wiene en dy't de dwylsinnige twongen om foar har yn 'e pleit to gean. En sa ien wie de ûngelokkige mei dat leger fan Satan, dat er net mear sei fan ‘ik’, mar fan ‘wy’ en ‘ús’, dat er him net mear los tinke koe fan 'e geasten dy't him rieden, dat er oars neat mear fiele koe as hàr haet en hàr eangst. En, as woe er him helpe om himsels werom to finen, frege de Heare: ‘Hoe is dyn namme?’

De dwylsinnige seach Jezus oan. Syn namme? Hy moast in namme hawn ha, lang forlyn, ear't dy oaren yn him fearn wiene en him oermânsk waerden, mar hy wist it net mear. En lûd rôp er: ‘Myn namme is “Legioen,” hwant wy binne machtich.’

De Heare Jezus hie djip meilijen mei de dwylsinnige. In legioen, dat wie by de Romeinen in leger fan tsien tûzen man: in hiele legermacht fan Satan wenne yn dy iene, dy't dêr oan syn fuotten lei. En hy tocht ynienen wer oan 'e stoarm fan 'e foarige jouns, doe't de Satan dat oare leger op him loslitten hie, de wylde weagen fan 'e mar. Doe hiene se him der net ûnder krigen en ek nou soene de démonen it net winne. En rêstich, as ien dy't yn it foar al wis is fan 'e oerwinning, spriek Jezus: ‘Ik gebied jimme, gean út dy minske.’

De démonen wisten, nei dit machtwurd fan har greate Tsjinstanner, dat hja de slach forlern hiene. It soe har net mear slagje om Jezus to deadzjen mei de fûsten fan de dwylsinnige en hja koene net langer yn him wenje en him net langer brûke. Mar ear't hja út him fearen, moast er noch ienkear foar har pleitsje, noch ien kear foar har smeekje by har fijân, Jezus. En wer bigoun de man to roppen: ‘Stjûr ús dochs net sa mar fuort en lit ús net deltsjen yn 'e ôfgroun: it is ús tiid noch net om pinige to wurden. Lit ús dan leaver yn dy keppel bargen farre, dy't dêr weidzje by de mar.’

De discipelen wisten net, hwerom't Jezus it har ta stie. Wie it faeks om't er de dwylsinnige sjen litte woe, dat de démonen wier út him fearn wiene en dat er noait wer bang foar har hoegde to wêzen? Woe er miskien de lju fan Gerasa leare, dat der heger en hearliker dingen wiene as fé en jild? Woe er har straffe, om't hja it âlde lân fan God ûntwijden mei har ûnreine bargen? Yn elk gefal hearden se him sizzen: ‘Ik jow jim frij om yn 'e keppel to farren.’

Hy hie it hast noch net sein, of it wûnder barde. De discipelen seagen, hoe't dy man dêr foar har foroare, hoe't alle binaudens en alle hate by him weifoel, hoe't syn eagen blonken fan in greate blidens. Rêstich gyng er sitten by Jezus en, foar it earst nei al dy jierren, glimke er wer.

Mar op datselde stuit fearen al dy démonen yn 'e bargen fan 'e keppel en opslach waerden al dy dieren razend en stoarmen de heuvel ôf, nei de mar. De forbjustere hoeders bisochten om 'e nocht har to kearen; it joech neat dat hja bearden en rôpen en der op ynsloegen mei har hurde kneppels: hja mochten noch bliid wêze, dat hja oan 'e kant komme koene en net fortrape waerden. En wanhopich moasten se it oansjen, hoe't hiel de machtige keppel by de wâl delstoartte en yn 'e mar fordronk. Doe't it gûlen fan 'e bargen weistoarn wie yn 'e fierte, hearden de learlingen noch

lang it jammerjen fan 'e hoeders, dy't op wei wiene nei de pleatsen en de doarpen dêr om hinne, om de ûndergong fan 'e keppel to forheljen oan hwa't it oangyng.

* * *

Dyselde moarns noch kamen de minsken út de omkriten by Jezus, om to sjen hwat der wier wie fan dat frjemd forhael, dat de hoeders fortelden. It foel har op it earste gesicht hast hwat ôf. Ynpleats fan in machtich tsjoender yn in opsichtich klaed, stie dêr in man yn it wyt tusken in mannich Galiléers, in man dêr't neat bysûnders oan to sjen wie. Wie dat nou in biswarder dy't de démonen oermânsk wie en har bargen, de offerdieren fan Zeus, yn it wetter fan 'e mar dreaun hie? It wie hast net to leauwen.

Mar doe't hja noch tichterby kamen en de man sitten seagen, dy't de kweageasten hawn hie, doe kamen se dochs wol ûnder de yndruk fan Jezus' macht. Wie dat nou deselde man, dy't nachts yn 'e grêven sliepte en de koperen bannen to-briek? Dy't gjin reizger op 'e wei mei rêst litte koe en himsels de klean fan 'e lea skuorde? It moast dochs in great profeet wêze, dy't sokke dingen dwaen koe. Men soe suver oanstriid krije om ek oan syn fuotten to sitten en to harkjen nei hwat er to sizzen hie.

Mar dat duorre net lang. Doe't hja fierder gyngen en fan 'e hege wâl de deade bisten driuwen seagen yn it wetter, waerden se forgrime. As dy Jezus de démonen útdreau, hwerom moast er se dan yn har skoandere bisten stjûre? Suver in kaptael wie der wei: by de twa tûzen bargen wiene smoard yn 'e mar. Mar dat koe

men forwachtsje fan in Joad, dy't in ôfgriis hie fan bargen!

Fansels doarsten hja Jezus gjin forwiten to dwaen, mar hja rieplachten, hoe't hja him it lân útkrije soene. Hja moasten der net oan tinke, dat er noch fierder omgean soe yn har kontreijen en alles útsuverje dat net strookte mei syn Joadske seden. Hja hiene al genôch skea! Mar miskien, as hja it him fatsoenlik fregen, soe er út himsels fuortgean.

* * *

En sa kamen se dan op Jezus ta, op Jezus, dy't ien fan harren forlost hie út 'e macht fan Satan en dy't ek har rêdde koe fan sûnde en skuld, en hja fregen him oft er sa goed wêze woe en gean werom nei Galiléa. Yn har heidenske heechmoed bigriepen se net iens, hoe djip hja him smaden mei dizze freeslike fraech. Om har fé, om har fette winsten, dreauwen se him it lân út; har ûnreine bargen hiene se heger as Gods hillige Soan.

De Heare Jezus fielde djip de hún fan har wurden, mar hy waerd net lilk en boarstte net út yn forflokkingen. As syn eigen folk him net oannimme woe en him oerleverje soe ta de dea, hoe soe er dan forgrime wêze op dizze bline heidenen? Hy soe har straffe, mar de straf soe wêze, dat er die hwat hja fregen. Hy rôp syn learlingen en mei in drôvich hert gyng er har foar nei it skip. De mannen fan Gerasa soene gjin lêst mear fan him hawwe! Hja soene ek it heil net winne, dat hy allinne jaen kin oan hwa't alles foar him oer hat.

* * *

En dochs wie der noch ien yn it lân fan 'e Gadarenen, dy't Jezus leaver hie as alle ierdske skatten. Doe't hja ré wiene om ôf to farren, kaem de man dy't de démonen hawn hie en smeke oft er mei mocht en Jezus' discipel wurde. De Heare wie tige bliid, doe't er it hearde. Hy, dy't alle dingen wit, hy wist hoe tankber de genêzene wie en dat it him ynmoed wie om him to folgjen. Dizze man wie sa tankber, dat er it net swije koe en dat er de lof fan Jezus forkundigje moast oan elk, dy't it hearre woe.

Mar mei nei de oare kant koe er net! Yn Galiléa soe syn optein wurd mar opskuor jaen by de Seloten, dy't wol hwat fielden foar in kening, dy't opromming hâldde ûnder bargen en démonen, mar dy't net bigripe woene, dat Jezus net kommen wie om as in kening to hearskjen. It wie better, dat er forkundige yn syn eigen lân en by syn eigen folk. Miskien dat der dan noch inkelden wêze soene yn Décapolis, dy't yn Jezus leauden en dy't him karden boppe ierdsk gewin.

‘Gean hinne’, sei Jezus freonlik, ‘en fortel yn dyn eigen lân it wûnder dat dy bard is en hoe great Gods macht wol is.’ It wie wol in toloarstelling foar de genêzene, mar om't er Jezus leaf hie, die er daliks hwat him oplein wie: yn alle doarpen en stêdden fan Décapolis forkundige er de greate dingen, dy't Jezus oan him dien hie.

De Jongfeint fan Naïn
182

Op in kear makke de Heare Jezus mei syn learlingen de reis nei it stêdtsje Naïn, dat yn it Suden fan Galiléa, net fier fan 'e grins mei Samaria, lei. Fan Kapernaüm ôf wie it gâns in mars nei Naïn - it naem folút in dei om der to kommen - mar binammen it lêste ein wie wûndermoai. Hjir bochte de wei troch in fruchtbre flakte, mei nôtfjilden oan beide kanten en mei de romte fan fige- en olivebeammen en oan

'e ein fan 'e reis seach men dan, foar de donkere heuvelrêch dy't de flakte yn it Suden ôfsleat, op in hichte de wite huzen fan 'e stêd. Woe men, út Naïn wei, noch fierder reizgje, dan kaem men al gau to Sunem, itselde plak dêr't yn âlde tiden de profeet Elisa in deade opwekke hie....

* * *

De deis dat de Heare Jezus op reis wie nei Naïn, waerd der yn 'e stêd in deade útdroegen, in jongfeint noch en de iennichste soan fan syn mem. It is altyd in swiere slach as âlden in bern forlieze moatte, mar dizze frou hie al lang gjin man mear en nou soe se iensum en forlitten efterbliuwe; der wie gjin ien mear dy't nou de kost foar har fortsjinje koe, net ien dy't foar har soargje koe as hja âld waerd, net ien dy't dit greate leed mei har drage koe.

Dat yn it lytse stedtsje, dêr't elk de jonge en syn mem koe, wiene de minsken der ûntdien fan. It bigreate har om de widdou dy't har iennichst bern nei it grêf bringe moast en dy't nou alles dat hja hie op ierde, misse moast. En tagelyk wie der ek dy fraech, dy't ûntsjinkearber by har opkaem, sa faek as hja oan dit drôvich forstjerren tochten: Hwerom moat dit nou sa? Hwerom moast krekt dizze frou sok in djippe wei

lâns, hwerom moast hja earst har man en nou ek noch har jonge misse? God is dochs rjuchtfeardich, Hy straft dochs net swier as der gjin swiere skuld is? Mar wie dan dy frou, dêr't gjin ien yn Naïn hwat op to sizzen wist, sa sûndich, dat de Heare har swierder as alle oaren kastije moast? It koè fansels, hwant de Heare wit mear as gewoane minsken en Syn eagen sjogge hwat forhoalen is.

* * *

Der wiene yn dy tiid sels Farizeën, dy't learden dat men yn sa'n gefal gjin meilijen hawwe mocht. As in frou har man forlear, dan paste it jin to swijen: it koe likegoed om 'e sûnde fan 'e man as om it kwea fan 'e frou wêze; mar as hja dan letter ek noch in soan forlear, in soan dy't noch gjin tweintich jier wie en dus noch net folút foar syn dieden forantwurdlik wie, dan koe men mar oannimme, dat dy frou ûnder de flok lei en dat God har sûnden thússocht. En as de hege Heare mei syn oardielen kaem, dan paste it de minske net om der tsjin yn to gean. God is rjochtfeardich en dêr't Hy slacht, dêr is de straf fortsjinne. Dat it joech gjin pas om dizze frou to bikleijen; it wie better dat men sei: ‘Priizge sij de Heare, dy't alle dingen wit en alle sûnde straft.’

Der sille ek yn Naïn wol minsken west ha, dy't der sa oer tochten en dy't it net op 'e widdou stean hiene, mar der wiene ek oaren. Dy tochten net alderearst oan in oar syn skuld en in oar syn sûnde, dy wisten dat alle minsken sûnders binne en dat hja sels ek de dea fortsjinne hiene, en dy hiene wòl meilijen mei dy earme frou. En doe't it de tiid wie om de deade út to dragen nei it grêf yn 'e heuvels, gyngen der gâns freonen en kunde mei op har swiere gong. En sa waerd it dochs noch in greate bigraffenis, en letter, as it slimste fortriet hwat bikommen wie, dan soe it de widdou wis goed dwaen, dat sa folle minsken har soan de lêste eare biwiizge hiene.

En sa gyng dan de drôve optocht troch de strjitten fan Naïn: foarop de hierde klei-froulju mei har skille stimmen en de muzikanten dy't slepende rou-muzyk spilen en dêrefter, flak foar de dragers, de mem, dy't skriemde as soe har it hert to-brekke. De deade sels lei net yn in kiste, mar op in iepen bier, alhiel yn wite doeken biwuolle en efter de bier rounen syn freonen en alle oaren dy't meigyngen nei it grêf: mânlju en froulju, feinten en fammen en, fansels, de bern dy't niget hawwe oan alles dat oars is as gewoan.

* * *

Krekt doe't de drôve rou-stoet de poarte útkaem yn it iepen fjild, kaem fan 'e oare kant de Heare Jezus mei syn discipelen en mei in greate skare minsken op it stedtsje ta. It wie wol in frjemde moeting: dizze optocht fan 'e Dea en dy optocht fan Jezus, dy't de foarst fan it Libben is. Mar dêr tochten de minsken net oer, dy't har forkrongen om 'e rabbi fan Nazareth. Hja gyngen oan 'e kant en hja forwachten dat ek Jezus fan 'e wei ôf gean soe: it hearde sa en as men op 'e ien of oare wize de deade of de bier oanrekke, wie men ûnrein en dat brocht altyd gâns drokte mei. Miskien dat de Master strak, as de stoet foarby wie, noch ta har sprekke soe oer de dea dy't gjin ien ûntsjocht.

De Heare Jezus lykwols tocht der net oer om in rede to hâlden oer de dea. Nou't er dizze rou-stoet sjoen hie, nou wist er hwerom't er krekt dizze dei nei Naïn moast: net om syn discipelen to learen oer de dea, mar om al dizze minsken sjen to litten, dat by him it Libben wie. Hy seach nei de skriemende frou foar de swarte bier en in great meilijen wâlle yn him op. Hy tocht net oer de sûnden fan dizze frou, hy praette net oer har skuld, hy wist allinne mar dat hja in great leed to dragen hie en dat hy

har helpe mocht en har treaste sa't gjin minske treaste kin. Stil wachte er oan 'e kant fan 'e wei, sa lang oan't de gûlende froulju en de muzikanten foarby wiene en doe, wylst hja deun by him lâns roun, spriek er: ‘Skriem net mear!’

De earme widdou wist net hwat hja hearde. Net skrieme? Mar as hja nou net skrieme soe, nou't hja har soan, har iennichste nei it grêf brocht, hwannear dan al? Hja fielde har as soe se noait oars wer dwaen as skrieme, al dy lange dagen en wiken en jierren, dat hja dit swiere libben noch drage moast. En troch har triennen hinne seach se nei de man dy't dat sein hie. In rabbi yn in wite mantel. Hja koe him net, mar syn eagen blonken fan in greate blidens en it wie as foel der in bytsje ljocht yn har tsjuster hert. En hja wist, hoè, dat koe se har net bigripe, dat as der ien yn 'e wrâld wie dy't har triennen droegje koe, dat hy it dan wêze moast, dy frjemde rabbi dy't dat wûnder wurd sein hie: ‘Skriem net!’

Hja hie gjin tiid om der har fierder yn to jaen, gjin tiid om him hwat to freegjen, hwant Jezus wie har al foarby roun en stiek de hân op tsjin de dragers. Forheard bleauwen se stean en mei lei er de hân op 'e swarte bier. It wie oft er sizze woe: Jimme wurk is dien, ik nim dizze deade fan jim oer, en de forbjustere dragers setten de bier foar syn fuotten del.

Hy bûgde oer de deade hinne, dy't dêr roerleas lei yn syn wite deadsdoeken en lûd en klear sei er: ‘Jongfeint, ik siz dy, stean op!’ En mei dat er it sein hie, kaem der biweging yn dat deade, strakke lichem; de jonge gyng oerein sitten, syn hannen taestten blyn om him hinne en efter de wite switdoek praette er, as ien dy't wekker wurdt en net wit hwer't er is.

Ien koart momint stie hiel dy skare forslein; doe sprongen se kjel efterút en sloegen de hannen omheech.

De frou trille op har skonken en koe gjin stap forsette, mar hja hie gjin each fan har jonge ôf. Har jonge! Wie it him dan wier, har eigen bern, dy't dêr siet op 'e deade-bier en mei syn hannen taestte? Wie it net in geast, dy't har dochs wer ûntkomme soe, sadré't hja tichterby kaem en har earmen om him hinne sloech?

Doe wonk Jezus de dragers en hja bigounen yn alle haest de doeken los to wuoljen, de switdoek om 'e holle earst en doe naem er him by de hân en brocht him by syn mem. Hja koe neat sizze, mar hja naem him yn har earmen en skriemde wer, mar nou fan greate blydskip.

En doe bigriepen ek de minsken dy't der by stiene, dat de jonge libbe en dat hja net bang mear hoegden to wêzen en hja forhearliken God, dy't sokke greate dingen dien hie oan dizze frou en har soan. Nou die it bliken, dat hja net in sûndige frou wie, dy't straf fortsjinne hie, mar dat de Heare yn 'e himel har leaf hie boppe oaren en har syn genede joech.

Noch lang waerd der yn it lytse stedtsje praet oer dit machtich wûnder en de rop fan Jezus gyng troch hiele Samaria en Juda. De minsken dy't thús wiene yn 'e Skriften tochten oan hwat der yn 'e âlde tiid yn Sunem bard wie, oan 'e oare kant de heuvels en hja tochten, dat dizze rabbi fan Nazareth noch greater profeet wêze moast as destiids Elisa. Elisa hie ek in deade jonge it libben werjown, mar hy hie der lang en swier om bidde moatten; Jezus hoegde net to freegjen: hy gebea en it wie sa. ‘Jongfeint, ik siz dy, stean op!’ Dy't sokke dingen dwaen koe, moast mear wêze as Elisa en de profeten.

It wie goed dat de lju fan Naïn bliid wiene mei dit wûnder, it wie goed dat hja it oeral bikend makken en dat hja God tanken, mar hwa't Jezus yn wierheit wie: Gods Soan en de langbiloofde Messias, dat wisten se net en dat woene se net leauwe. Dat leauden allinne de discipelen mar en elk wûnder dat er die, makke har leauwe sterker en har leafde djipper.

Simon de Farizeër
183

Der wenne yn dy tiid yn ien fan 'e stêdden fan Galiléa in Farizeër, dy't tige yn oansjen wie by de minsken en dy't gâns freonen en kunde hie. Fan tiid ta tiid joech er in great gastmiel dêr't er mei syn gasten peteare oer slimme fragen fan 'e wet en dêr't elken-ien komme mocht om to harkjen. It spriek fansels dat it petear ek faek kaem op dy rabbi fan Nazareth, dy't sokke machtige wûnders die en dêr wiene se it net altyd oer iens.

Ek Simon de Farizeër wist net hwat er fan Jezus tinke moast. In goed man, sei it folk, hwant hy makke de siken better en wurp de kweageasten út, hy liet de blinen sjen en de lammen rinne en fan gjin ien woe er lean oannimme. It soe sa wol wêze, mar de greate fraech wie fansels oft er út God wie. Hy moast in machtich sprekker wêze - ûren oan-ien hongen hiele skaren oan syn lippen -, mar wie er in profeet? Hy die ek sokke frjemde, ûnbigryplike dingen: hy hâldde de sabbat net en der waerd sein, dat er soms oan tafel gyng by tolgearders en sok folk!

Simon hie al lang mei dy fragen omroun en doe't Jezus op in kear ek yn syn stêd kaem, gyng er nei him ta en bea him ta it jounmiel dat er syn freonen ré-makke hie. Hy hie fansels ek mei Jezus gean kinnen, mar thús, oan syn eigen tafel, koene se better prate as bûten mei al dy minsken derby. Jezus naem it daliks oan en sei, dat er komme soe. It foel Simon neat ôf, hoewol, it wie ek in hiele eare foar sa'n rabbi dy't net leard hie to Jeruzalem. Hy hie der suver sin oan, dat Jezus komme soe: as hy en syn freonen it joun hwat handich oanleine, dan koene se nou gewaer wurde, hwat der yn dy rabbi siet.

Mar al wie Simon de Farizeër dan bliid, dat Jezus oansitte soe oan syn tafel, dêrom soe er it him net to folle skine litte! It wie de fraech noch oft dy man fan Nazareth in profeet des Heare wie en dan koe men him net yn it foar al hulde dwaen, sa't it in Godsman takaem. It moast dizze joun noch bliken dwaen, oft dy Jezus syn freon wêze koe, of net!

Dat, doe't de Heare Jezus op 'e stelde tiid by it hûs fan Simon kaem, brochten de slaven him gjin wetter om 'e fuotten to waskjen, lyk as hja it de oare gasten diene; foar him stie der gjin tsjinner ré om syn holle to salvjen en doe't er yn 'e feestseal kaem, joech Simon him net de wolkomstpea. Foar dizze gast hie Simon de Farizeër oars net oer as in genedich knikje en in plak njonken him oan 'e tafel.

De Heare Jezus hie wol sjoen, dat de oare gasten hiel oars ûntfongen waerden as hysels, mar hy sei der neat fan en skikte rêstich oan 'e tafel, in hân oan 'e holle, de fuotten skean nei efteren op 'e platte divan. En sa leine ek de oare gasten oan, dy't Simon bean

hie ta syn jounmiel, bliid om de goede spizen en de goede wyn en om 'e eare dy't har barre mocht. Strak soene se hearre hwat dy rabbi fan Nazareth to sizzen hie en oft er in profeet wie of net: nou wie it de tiid noch net ta sokke swiere fragen.

* * *

En doe foelen ynienen al dy fleurige stimmen stil en al dy eagen seagen strak nei de yngong fan 'e seal. Simon de Farizeër siet rjocht oerein op syn rêstbank, de hannen trillen him en syn lippen forweegden yn it donker burd. Yn 'e iepen doar stie in jonge frou, bleek en hymjend, in lytse krûk fan djûr albaster yn 'e hân. Hja seach om har hinne en doe roun se fluch efter de tafel lâns nei de oare ein fan 'e seal, dêr't Simon lei. Ien koart momint tocht er, dat hja op hìm ta kaem; doe bigriep er dat hja Jezus socht. Efter Jezus syn divan liet se har falle en bûgde har oer syn fuotten: troch de wide seal gyng it lûd fan har snokken....

En noch koe Simon gjin wurden fine foar dit skandlik toaniel. Dat frommis wie in sûnderesse, ien dy't de hiele stêd troch bikend wie om har ûnsedich libben en dy't mei forkearde mânlju gyng. En sa'n ien kaem nou yn syn hûs en lei dêr to skriemen by ien fan syn gasten! En as er it goed bigriep, dan woe se dy rabbi salvje mei dy myrrhe-oalje; hwa wist, hoe't se oan dat parfum kommen wie yn dy djûre albasterne krûk. En it slimste wie noch, dat er har net fuortstjûre koe, nou't hja kommen wie by it gastmiel....

En dêrmei seach er nei Jezus. Sei dy rabbi dan neat? Foun er dan alles mar goed, hwat dy frou dêr die? Of wist er net, dat dit in forkearden-ien wie? Mar hy moast it witte, as er wier in profeet wie! God wist wòl, hwat foar frommis dit wie en as er wier út God wie, dy Nazarener, dan soe de Heare him iepenbiere hawwe, hwa't it wie dy't dêr by syn fuotten lei. Hy soe noch tiid dwaen en ôfwachtsje hwat Jezus sei, mar as er dy ûnreine net bistrafte, as er gjin flok oer har spriek, dan wist hy, Simon, genôch; dan hie de man fan Nazareth foar him ôfdien....

* * *

De Heare Jezus wist fansels wol, hwa't de frou wie, dy't dêr by syn rêstbank lei; hy wist mear fan har as Simon de Farizeër en syn gelearde freonen, hwant hy seach net oan hwat foar eagen wie, mar hy lies yn har djipste hert. It wie sa, dizze jonge frou hie in freeslik libben hawn, in libben fan sûnde, mar nou't hja him heard hie, wie se foroare en hie se djip birou. Hja woe in nij libben bigjinne en hja wie hjir kommen om har skuld to biliden en om him it offer to bringen fan har tankberens. En hy soe it oannimme, hja mòcht him salvje, hwant fan dizze ûre ôf wie hja gjin sûnderesse mear, mar ien fan syn leave bern. Hjir njonken him siet dy Farizeër en wachte dat er har flokke soe - en ynpleats tilde him it hert fan blidens, dat er har frijsprekke mocht en har sizze, dat al har sûnden forjown wiene!

Mar noch wie it syn tiid net. Foar alle gasten soe er har frijsprekke, mar earst moast hja him salvje yn it iepenbier. It soe har net maklik falle, foar al dy Farizeërs, mar hysels soe har de moed jaen om it to dwaen. En swier soe er it har net meitsje: hja hoegde net to freegjen, hja hoegde net foar alleman to bikennen hwat hja dien hie, hja hoegde allinne mar to skriemen om har sûnden en him to salvjen mei har oalje. Sa lang soe er wachtsje en net omsjen en neat tsjin har sizze....

* * *

En noch altyd skriemde de frou by Jezus' fuotten, mar nou skriemde se net mear om har sûnden allinne. Noait soe se wer goed meitsje kinne hwat hja forkeard dien hie, mar nou't se hjir by him wie, sa deun by him dat hja syn hillige fuotten patsje koe, nou wist se dat al har kwea forjown wurde soe. En fan greate blydskip skriemde se wer en oer syn fuotten, noch stoffich fan it rinnen yn 'e strjitten, sproeiden har blide triennen. En doe waerd se kjel: nou hie se syn fuotten wietmakke en hja hie neat by har om se ôf to droegjen! As er nou ris lilk op har waerd en net nei har omsjen woe?

En noch djipper bûgde se de holle en mei in inkelde biweging gaspe se har donker hier los en bigoun syn fuotten to droegjen. Hoe faek hie se har hier losmakke foar frjemde mânlju? Nou die se it foar him, de Hillige. En nou wist se dat it goed wie. O, en hy liet it stil gewurde, dan wie er net lilk mear! Hja forgeat alles om har hinne, al dy mânlju oan 'e lange tafel, al dy fûle, stekkende eagen, it gemompel dat troch de feestseal roun. En earbiedich naem se de krûk mei myrrhe-oalje en briek de tinne hals en geat it djûre parfum oer syn fuotten. De hearlike rook dreau troch de wide, hege seal en mei't de krûk leechroun, roun har hert fol fan in wûndere blydskip: hja hie har offer brocht en hy hie it oannommen en nou soe er har helpe om tsjin de sûnde to striden en in nij libben to bigjinnen.

Flak by har, njonken de divan fan Jezus, sei Simon de Farizeër, heal lûd-op: ‘As hy in profeet wie, soe er wol witte, hokfoar frommis dat is, dy't him oanrekket, dat hja in sûnderesse is!’

It dearde har net en hja skriemde net mear.

* * *

Mar doe naem de Heare Jezus sels it wurd.

‘Simon, ik haw jo hwat to sizzen.’ Simon ant-

wurdde: ‘Rabbi, siz it mar.’ It stie by him fêst, dat dy Jezus fan Nazareth net út God wie, mar hy woe syn fatsoen hâlde en him dochs noch rabbi neame. Doe sette er him ta harkjen: hy wie al binijd, hoe't dy Nazarener dit goed prate soe!

Jezus spriek: ‘Earne yn in stêd wie in man dy't jild liende oan oaren en op in dei, doe't it tiid wie om de skulden ôf to biteljen, kamen der twa mannen foar him. De iene wie him fiifhûndert sulverlingen skuldich en de oare fyftich, mar hja hiene beide neat. Hja hiene net oars tocht, as de skuldeasker soe lilk wurde en har yn it tichthús sette litte, krekt sa lang oan't de skuld bitelle wie, mar dizze jildsjitter wie in barmhertich man en om't hja net bitelje koene, skonk er it har beide: de iene de fyftich sulverstikken en de oare de fiifhûndert. Hwat tinkt jo nou, hwa fan dy beiden soe him nou it measte leafhawwe?’

Simon foun it in frjemde gelikenis en hy bigriep sa mar ynienen net, hwat Jezus bidoelde. Hy hie tocht dat dy rabbi hiel hwat oars sizze soe en bisykje om him út to lizzen hwerom't er dy frou net bistraft hie en hwerom't er har offer oannaem. Hy en syn freonen hiene Jezus hifkje sillen, mar nou bigoun it der op to lykjen, dat dy rabbi him oardielje soe. Mar dy fraech, dy't Jezus die, wie net slim en hy antwurde: ‘My tinkt, dy't er it measte skonken hat, dy sil him ek it measte leafhawwe.’

Doe kearde Jezus him om en wiisde nei de frou dy't noch altyd oan syn fuotten lei en hy sei tsjin Simon: ‘Jo hawwe goed antwurde! Hwa't it measte skonken is, dy hat it measte leaf. En sjoch nou nei dizze frou. Ik bin yn jins hûs kommen en jo hawwe my gjin wetter ta de fuotten jown, mar hja hat mei har triennen myn fuotten wietmakke en se mei it hier fan har holle wer ôfdroege; in pea hawwe jo my net jown, mar hja hat sûnder ophâlden myn fuotten patte; mei oalje hawwe jo myn holle net salve, mar hja hat mei myrrhe-oalje myn fuotten salve.

En hwerom is dit nou sa? Hwerom hat dizze frou my mear leaf as jo? Jo miene, dat jo net folle sûndige hawwe en dêrom hawwe jo gjin forjowing socht, mar hja woe it wêze dat hja in swiere skuld hie by God en hja hat mei triennen boete dien. Mar nou siz ik jo: Har sûnden, dy't safolle wiene, binne har forjown; jo kinne it sels sjen, hwant hja hat gâns leaf hawn. Mar dy't net forjown wurdt, dy hat ek net folle leaf.’

En doe foar it earst spriek er tsjin de frou en sei: ‘Jins sûnden binne jo forjown, jins leauwe hat jo bihâlden, gean yn frede.’

En wer roun de frou de seal troch, by al dy frjemde mânlju lâns, mar nou blonken har eagen en it hert sloech har bliid. Hwat dearde it har noch, dat dy Farizeërs har forgrime oanseagen en by harsels mompelen oer dy rabbi, dy't miende, dat er de sûnden forjaen koe: hja hie it wurd fan Jezus en dat wie har genôch.

* * *

En Simon de Farizeër? Der stiet net biskreaun hwat hy fan Jezus' wurden tocht en nimmen wit oft er him dy gelikenis neinommen hat of net. It kin wêze, dat er der noch neat fan leaud hat en dat er noch altyd miende dat hy folle better wie as de frou, dy't Jezus salve; yn elk gefal stiet der ek net yn it Evangeelje dat hy *mei* syn maten mompele. Dat it is net alhiel ûnmooglik dat Simon de Farizeër letter ek mei syn sûnden ta Jezus gien is en as dat sa is, dan sil syn leafde foar Jezus net minder west ha as dy fan 'e frou, dy't yn 'e stêd in sûnderesse wie.

‘Binne Jo, dy't komme soe..?’
184

Op in kear hie de Heare Jezus wer sprutsen foar in greate skare út 'e doarpen en stêdden fan Galiléa en doe't de jountiid kaem, liet er har gean, dat elk noch foar de

nacht wer thús koe. Lang seach er se nei, sa't hja dêr hinne swalken oer de wide flakte, yn lytse groepen, wurch en ôfmêd fan 'e lange dei, as in keppel, dy't gjin hoeder hat. In great meilijen wâlle op yn syn hert en hy sei tsjin de learlingen, dy't om him hinne stiene: ‘De risping is wol great, mar de arbeiders binne minmachtich. Bid dan de Heare fan 'e risping, dat Er arbeiders yn syn risping útstjit.’

De discipelen bigriepen wol, hwat Jezus bidoelde. Yn 'e iere Maeitiid, as it nôt op stannen stiet en it hiele lân ynhat, dan is der net folle to dwaen, mar letter, as de sinne baernt en it nôt is ryp, sa ryp dat it hast gjin dei langer lije kin, dan binne der hannen to koart en moat alles dat in sichte tille kin oan 'e slach. En krekt sa stie it der nou foar mei de minsken yn Israël: hja rounen al mar efter Jezus oan en woene al mar mear fan him hearre en al mar mear wûnders sjen, mar hy wie allinne en koe se net allegearre helpe. Hy koe mar yn ien stêd tagelyk wêze en as er de

lange dei mei in skare yn it fjild west hie, dan wachten se earne oars al wer op him. Hy koe ek wier net mear dwaen as er die, hy koe net greater skaren bisprekke en de dei net langer meitsje: hy wie dôch al sa deadlik wurch soms en dan harde it ek noch wol, dat er de nachts net iens rêstte, mar it fjild yngyng om to bidden. En hwa soe him oait helpe kinne, hwa koe sa sprekke as hy, hwa koe sokke wûnders dwaen?....

En sa stie de Heare dêr, yn 'e rounte fan syn learlingen, in minske lyk as hja, mar dochs ek wer oars en tige iensum. It wie him altyd wer in djippe treast, dat hja by him wiene en dat hja him leaf hiene en alles wol foar him oer hiene, mar hwat bigriepen se soms noch in bytsje fan syn wurden en syn wurk. In simpele gelikenis koene se fakentiids net by en hy fornaem wol oan har, dat hja noch altyd leauden dat er it keninkryk yn Israël wer oprjochtsje soe en sitte op 'e troan fan David en dat dan hiel it folk him oannimme soe as de Messias.

En lykwols soe er har útstjûre moatte, de iene of oare dei, om it boadskip fan it keninkryk to bringen yn alle doarpen en yn elke stêd. It koe net langer wachtsje: it folk soe noù noch nei har harkje en har wurden oannimme. Johannes de Doper wie der ek al net mear. Noch lang nei't Jezus sels bigoun wie to learen, hie Johannes it heil forkundige oan 'e kant fan 'e Jordaen, mar nou siet er finzen yn in fiere stêd, yn it hûs fan Herodes Antipas.

Op in goede dei rôp er se by him, de tolve discipelen en noch hwat oaren en joech har de macht om sykten to genêzen en om 'e kweageasten út to werpen. Mar ear't er har útstjûrde, lei er har earst noch op, hwat hja sizze moasten en hoe't hja to-wurk gean moasten. Twa by twa mochten se gean, dan hiene se steun oan elkoar en hja mochten dizze earste reis net bûten de grinzen fan Israël komme: letter soene ek de Samaritanen en de heidenen it evangeelje hearre, mar sa fier wie it nou noch net. ‘Bijow jim leaver nei de forlerne skiep fan it hûs Israël en forkundigje, sizzende: It keninkryk der himelen is nei oan.’

Hja mochten op har reis ek fan nimmen lean oannimme, sels net as hja siken better makken en deaden opwekken en as de minsken har graech hwat ta ha woene; it heil des Heare wie net to keap foar jild. Wol mochten se, yn in frjemde stêd, by de minsken yn 'e hûs gean, hwant de arbeider is syn lean weardich; mar ek allinne by hwa't har leauden en har wurden oannamen. Hja hoegden ek net bang te wêzen, dat it har op reis oan hwat ûntbrekke soe: hja hoegden gjin jild mei to nimmen en gjin reissek foar ûnderweis, gjin ekstra klean en hja hoegden gjin nije sandalen to keapjen of in nije stêf oan to rieden. Al dy dingen, dy't hja brek wiene, soene se krije. En mocht der al ris in plak wêze, dêr't gjin ien har ûntfange woe en dêr't gjin ien har wurden achtsloech, dan hoegden se der net to bliuwen en koene se frij wer fierder gean. ‘Mar wiswier siz ik jimme, it sil it lân fan Sodom en Gomorra draechliker wêze, de deis fan it oardiel, as dy stêd!’

Doe't hja alles heard hiene hwat de Master har oplein hie, gyngen se de wûndere reis oan, de tolve apostelen en de oaren, dy't Jezus útkard hie, meiïnoar sa'n sawntich man. Hja bigriepen sels net, hoe't it koe, mar hja doarsten it oan omt de Heare sels it sein hie en omt hja gyngen yn syn namme en krêft. En doe't hja kamen yn stêdden en doarpen, wie alles sa't hy it sein hie: hja learden dat it keninkryk fan God tichte by wie en gâns minsken leauden it, dat hja koene melaetsken reinigje en deaden opwekje en alle sykten genêze. Doe wisten se, dat God it gebet forheard hie en dat hja de arbeiders wêze mochten, dy't Er útstjûrde yn Syn risping.

* * *

Yn dy tiid, doe't de tolve it lân trochgyngen en net by Jezus wiene, kamen der in pear discipelen fan Johannes de Doper by him mei de fraech: ‘Rabbi, binne Jo dyjinge, dy't komme soe, of moatte wy in oaren-ien forwachtsje?’

De Heare Jezus hearde net frjemd op by dizze wûndere fraech en hy makke him net lilk op dy profeet, dy't it sa goed witte koe en dy't nou dochs noch oan him twivele; hy wist to goed, hwat Johannes troch makke hie en hwat der yn him omgyng, doe't er syn discipelen nei Galiléa stjûrde. It wie de Doper wier net forgetten, hwat der bard wie, de deis dat er Jezus doopt hie; noch klonk him dat Godlik wurd yn 'e earen: ‘Dit is myn leave Soan, yn hwa't Ik myn wolbihagen haw.’ Hwat hie er doe bliid west, doe't er dat hearde en noch, yn dizze tsjustere finzenis, wie dit wurd him ta in djippe treast; noch leaude er dat Jezus gjin gewoan minske wie en ta greate dingen roppen.

Der wie allinne mar ien ding, dat er net bigripe koe en dêr't er alle dagen mei ompakte. Hy hie altyd tocht dat Jezus mei gauwens it keninkryk oprjochtsje soe, dat er hearskje soe oer hiele Israël en dat er syn lân, it âlde lân fan God, bifrije soe út 'e macht fan 'e Romeinen. En net allinne oer de heidenen soe er wrake dwaen, mar syn strange oardielen soene ek gean oer de bern fan syn folk, dy't tsjin him opstiene en net oan him leauden. ‘De bile leit al oan 'e woartel fan 'e beam....’, sa hie er itsels sein en nou wie alles oars as er it him foarsteld hie! Noch hie Jezus it keningskip oer Israël net oangien, noch wie it lân net suvere, noch hearske de Keizer fan Rome oer it folk des Heare. En iderkear as syn discipelen by him kamen, forhellen se wer fan greate wûnders, fan

lammen dy't rinne koene, fan blinen dy't seagen, fan dôven dy't hearden, ja sels fan deaden dy't opstien wiene, mar noait hearde er hwat fan Jezus' Messias-wurk, fan oardiel en suvering.

Wie it dan wûnder, dat doe de twivel kommen wie yn syn hert en dat er syn learlingen nei Jezus ta stjûrd hie mei de fraech, oft hy dan dochs net de biloofde Messias wie? Dat wie de bange fraech dêr't er alle dagen mei wraksele, dêr't er jouns mei lizzen gyng en dat moarns syn earste wie. Hy bigearde oars neat, as in dúdlik antwurd! Net om frijdom foar himsels hoegden syn discipelen to freegjen: hy mocht stjerre, as er mar wist, dat Jezus sitte soe op 'e troan fan David. ‘Binne Jo dyjinge, dy't komme soe, of moatte wy in oaren-ien forwachtsje?’

De Heare Jezus antwurde: ‘Gean en boadskipje Johannes hwat jimme hearre en sjogge: blinen wurde sjende, lammen geane, melaetsken wurde reinige en dôven hearre, deaden wurde opwekke en earmen wurdt it evangeelje forkundige; en sillich is hy, dy't oan my gjin oanstjit nimt.’

De discipelen fan Johannes gyngen fuort om har master it wurd fan Jezus oer to bringen en hja tochten by har sels, dat it gjin dúdlik antwurd wie. Hwat Jezus sein hie, dat wist Johannes wol en dêr siet er ommers krekt oer yn; nou wisten se noch net hwannear't de rabbi fan Nazareth kening to Jeruzalem waerd....

Mar de Heare Jezus, dy't syn tsjinstfeint Johannes better koe as syn trouwste learlingen, dy wist wol, dat dit antwurd genôch wie. Hwant hy hie mear dien as allinne mar de wûnders opneame, dy't er die: hy hie it dien mei deselde wurden as de profeet Jesaja, doe't er yn syn boek oer de kommende Kristus skreau. As Johannes dit wurd hearde, dan soe him daliks de profesije yn it sin komme en dan soe er bigripe, dat Jezus dochs de biloofde Messias wie, ek al die er allinne mar hwat Jesaja sein hie, en noch net hwat Johannes sels oer him sprutsen hie. Johannes soe bigripe, dat Jezus al dy dingen dwaen soe, dat er ek it oardiel bringe soe, mar dat it dêr nou de tiid net foar wie en dat er geduldich wachtsje moast. As de profeet Jesaja al ieuwen lyn foarsein hie de wûnders dy't Jezus nou die, dan mocht Johannes gjin oanstjit oan dy wûnders nimme!

* * *

De learlingen fan Johannes wiene noch mar krekt fuortgien, of Jezus kearde him nei de skare en bigoun oer Johannes to sprekken. Hja koene ris tinke, dat dy profeet nou ek al net mear oan him leaude en dat hja dus mei it boadskip fan 'e Doper neat mear to meitsjen hiene.

‘Tink net,’ spriek Jezus earnstich, ‘dat dy Johannes, dy't jim heard hawwe by de Jordaen, in swakkeling wie, dy't hjoed sà spriek en moarn wer oars: hy wie gjin reid, dat mei alle winen waeit! Der hat in tiid west, dat jim heech by him opseagen: sa'n echte profeet wie er, yn syn rûge mantel. Letter founen jim dat net sa moai mear; doe wie er jim net deftich genôch, mar ik siz jim, dat er de greatste fan alle profeten wie, de Elia dy't komme soe foar de Messias út. En it is net syn skuld, dat jim him de rêch takeard en syn wurd yn 'e wyn slein hawwe. It is jìmme sûnde. Hwant jim binne ommers noait tofreden en jim nimme de wierheit dochs net oan.

Johannes is kommen, in rûch en strang profeet, dy't sober libbe en sprinkhoannen iet en dit folk woe net fan him witte: “Hy hat in kweageast”, seine se.

Doe bin ik, de Minskesoan, kommen en ik haw mei jimme iten en dronken en doe wie it wer net goed: ik bin in fraet en in wynsûper, sizze se, in freon fan tolgearders en sûnders.

It is jimme nou ienris noait nei it sin en jim boartsje mei de hillichste en heechste dingen: jim binne net wizer as de bern, dy't op it stedsplein sitte en fan greate en

earnstige dingen in spul meitsje. Ik hear it har noch roppen: “Wy hawwe foar jimme fluitspile en jimme hawwe net dounse; wy hawwe kleilieten foar jimme songen en jimme hawwe net skriemd.” En lyk as dy bern dy't brulloftboartsje en bigraffenisboartsje, sa binne jimme, dy't de spot driuwe mei Johannes de Doper en mei my! Mar ik siz jimme dat yn beide, yn it wurk fan Johannes en yn it wurk fan de Minskesoan, Gods greate wysheit blinkt....’

Dea fan Johannes de Doper
185

Doe't Jozef en Maria destiids weromkamen út Egypte, doarsten se net yn Juda to bliuwen, dêr't de wrede Archelaüs syn heit opfolge wie, mar hiene se har nei wenjen set to Nazareth, yn it lân fan syn broer

Antipas; nou, in lytse fjirtich jier letter, wie dyselde Herodes Antipas noch altyd kening fan Galiléa en Péréa. Yn dizze tiid wenne er lykwols net yn syn keningsstêd Sepphoris, mar hâldde er ta yn 'e stins Machaerus, yn it Suden fan Péréa, ticht by de Deade Sé, en yn 'e kelders fan dat somber kastiel hie er Johannes de Doper opsletten.

Hwant al hie Herodes Antipas him noait mei Jezus bimuoid en al wist er neat fan syn wurk yn Galiléa, Johannes koe er safollesto better. Mear as ien kear hie er him sprekken heard en elke kear wer hie de Godsman him bistraft oer syn sûndich libben en sein: ‘It stiet jo net frij de frou fan jins eigen broer to hawwen.’ Kening Herodes wie net wend, dat de minsken him de wierheit lyk yn it gesicht seine en dy wurden fan Johannes smakken him net; oan 'e oare kant mocht er ek wol wer oer dy rûge profeet, dy't alles mar sizze doarst en dy't sels de kening net mijde. Hy soe him dan ek fêst net finzen set ha, as syn frou, Herodias, it net trochset hie.

Herodias hie troud west mei in broer fan Antipas en op ien fan syn reizen wie de kening mei har yn 'e kunde kommen en hie er sin oan har krige. Syn eigen frou, in dochter fan kening Arétas, dy't hearske oer it folk fan 'e Nabatéers, hie er fuortstjûrd en ynpleats hie er Herodias nommen, dy't nou mei har dochter Salomé by him wenne. It foldie har wakker skoan oan it keningshôf en hja koe alles mei de kening wurde; dat har houlik net wettich wie en dat hja oan ien wei yn sûnde libbe, koe har neat skele. Der wie mar ien ding, dêr't hja bang foar wie: dat Herodes noch ris birou krije koe en dat er har ek forstjitte soe, lyk as er syn earste frou dien hie.

Doe't hja hearde hwat Johannes fan har sein hie, wie se razend en daliks stie it by har fêst, dat dy profeet stjerre moast. Dat dy man doopte by de Jordaen en dat er spriek fan in kommend keninkryk, dat wie har bêst, mar hy soe neat fan har sizze! Dat hja sei tsjin Herodes, dat er dy Godsman deadzje moast en as er dat net die, as er dat net foar har oer hie, dan soe se sels wol rjochtdei hâlde. Hja liet har net misledigje fan sok in profeet, as er dat mar wist!

Herodes wie suver mei de saek forlegen; hy woe syn frou wol to-wille wêze, mar hy hie de moed net om de hannen oan in profeet to slaen: dy't sok in hillich Godsman deade, dy koe der wis fan wêze, dat de goaden him gram wiene en mei har oardielen oer him komme soene. En al wie er dan gjin from man en al die er net folle oan 'e godstsjinst, hy wie dochs net fan plan om him de wraek fan de goaden op 'e hals to heljen. Om lykwols dochs hwàt to dwaen, stjûrde er syn soldaten der op út om de profeet op to heljen en sleat er him op yn 'e finzenis ûnder syn keningsstins. Herodias soe nou wol tofreden wêze: Johannes koe neat mear fan har sizze en sels koe er noch wolris nei him tagean en nei syn reden harkje.

En sa kaem it dus, dat Johannes de Doper net mear doopte by de Jordaen; dêr't sa lang syn machtich lûd klonken hie, wie nou de stilte fallen en gjin skaren minsken teagen mear út om him to hearren. It folk, dat sa gau forjit, tocht al hast net mear om him en allinne in pear fan syn dscipelen bleauwen him trou en sochten him op yn syn finzenis. Herodes hie der yn it minst gjin biswier tsjin, dat er bisyk fan bûten krige.

It wiene ek dizze discipelen, dy't doe by Jezus kamen om him út namme fan Johannes to freegjen, oft er wier de Messias wie en dy't doe wer nei Machaerus reizgen om it antwurd fan Jezus oer to bringen. Hy sil der wol bliid mei west hawwe en ynsjoen ha, dat Jezus dochs dyjinge wie, dêr't de Wet en de Profeten fan sprutsen hiene.

En nei dat wurd fan treast en bimoediging kaem al gau de dei fan syn dea....

Hwant Herodias wie net tofreden nou't har fijân it swijen oplein wie en hja liet it der net by sitte, sa't de kening hope hie. Salang't dy ûnheilsprofeet libbe, wie der foar har gjin rêst mear yn 'e keningsstins. Herodes wie by steat en lit him dochs

noch wer gean: net om 'e nocht praette er soms noch mei him, al woe er dat foar har net wêze! Hy moast stjerre, dy Godsman, en mei har dochter Salomé makke se in plan om Johannes to deadzjen. Ek om dat fanke wie it better, dat der in ein oan kaem: as de kening hàr fuortstjûrde wie der foar har dochter gjin plak mear yn it keningshûs. En Salomé seach it sels ek wol yn en woe har wol helpe: dy wie net om 'e nocht út it laech fan 'e Herodessen!

* * *

Op in kear waerd der in great gastmiel hâlden op 'e stins Machaerus. It wie de kening syn jierdei en al de hege amtners út it Ryk en al de offisieren, dy't mist wurde koene by de tsjinst, wiene kommen om him lok to winskjen en sieten mei oan 'e dis. It waerd in prachtich feest, hwant sokke tiden wie kening Herodes tige royael en mijde er neat. De bêste spizen waerden opdroegen en der wie djûre wyn út fiere lannen en de blide gasten lieten har alles goed smeitsje. Mar it hichtepunt fan it feest moast noch komme: as it miel birêdden wie, soene de beide doarren fan 'e feestseal iepen gean en in rige dounseressen soene der yn komme, jonge, linige fammen, om har to formeitsjen mei har kinst. Sa diene de rike Romeinen it ek by har feesten en kening Herodes, dy't yn alles de Romeinen nei de eagen seach, woe net minder wêze.

Mar doe't it iten dien wie en doe't de tsjinners de tafels rom makke hiene, kamen der gjin dounsjende

slavinnen yn; op it ritme fan 'e muzyk huppele ien jongfaem de seal troch: Salomé, de dochter fan Herodias. It waerd daliks stil en al dy mânlju seagen har oan mei greate, forhearde eagen. Soks wie noch nea earder bard oan it hôf fan Herodes, dat in keningsdochter dounse op in mânljusfeest! Dounsje, dat diene sokke tiden allinne slavinnen, mar gjin fatsoenlik fanke soe dat dwaen. Der wiene guon fan 'e gasten, dy't it lang net moai founen, mar gjin ien doarst der hwat fan to sizzen: it wie de dochter fan Herodias en mei de keninginne moast men oppasse hwat men sei! Dat hie Johannes, de profeet wol ûnderfoun, dy't dêr noch altyd finzen siet, ûnder yn 'e sombere kelders fan 'e stins. Né, hja soene it wol litte en siz hwat fan dit skandlik toaniel en strak, as it ôfroun wie, soene se lûd yn 'e hannen klappe....

En as men der goed nei seach, dan soe men hast foriitte dat hjir in keningsdochter harsels to-skande makke, sa linich dounse se en sa moai wie se en sa kostlik jong. Al wylder gyng de muzyk, al rêdder gyngen har dounsjende fuotten, al flugger swaeiden har bleate earmen. Hja dounse lang, it iene nûmer nei it oare; doe bleau se stean, en bûgde djip foar de kening.

Doe't it wyld applaus forklonken wie, riisde Herodes oerein en lûd, dat elk yn 'e seal it hearre koe, spriek er: ‘Noch noait fan myn libben haw ik sok dounsjen sjoen, en ik sil dy leanje, sa't ik noch noait in dounseresse leanne haw. Siz my, fanke, hwat ik dy jaen sil en ik swar dy by alle goaden fan Rome, hwatstû ek fregest, ik sil it dy jaen, sels al wie it de helte fan myn keninkryk.’

It fanke seach him oan; har swarte eagen blonken en om har reade mûle trille it. Hja wist al, hwat hja freegje soe, dat hie har mem har al lang foarpraet, mar dat mocht de kening net witte. ‘Ik wit net, hwat ik sa gau freegje moat’, sei se sédich, ‘mar ik sil ús mem wol freegje en dan kom ik wol wer.’ En licht en dounsjend huppele se nei de doar....

Doe't hja hwerom kaem dounse se net mear; biret roun se op 'e kening ta, de holle heech, de mûle strak. Nou like it gjin fanke mear, sa as niist doe't se dounse. mar in jonge frou, dy't wist hwat se woe.

Herodes glimke. ‘Siz it mar, Salomé.’ En al dy mânlju seagen har oan. Hwat soe se freegje, dit jonge bern? Sulver? Goud? Of in slot fan pearels?

Doe sei se, lûd en rêstich: ‘Jow my, nou daliks, op in skûtel, de holle fan Johannes de Doper!’ Har lûd trille net; hja hie der net iens in kleur fan.

Kening Herodes huvere yn syn bûnte mantel. Hy wie wol hwat wend yn syn famylje, mar dit hie er net tinke kinnen! En dat dit fanke soks sizze koe, in bern hast noch. Hoelang wie it noch mar lyn, dat se mei poppen boarte? En bitter tocht er: dit hat se net fan harsels, dit hat Herodias har ynstutsen! Herodias! Nou krige se dochs noch har sin, lyk as hja altyd har sin krige, as se earne har sinnen op set hie! Hy koe net tsjin har op, hy koè har net misse, oars hie er se nou hjoed noch syn hûs út set.

It muoide him om dy profeet en hwa wist, hwat slach hjir op komme soe, mar hy hie it biloofd; nou koe er net mear werom. Hwat soene syn gasten wol sizze, as er it nou net die? ‘Mei in djûre eed hat er it har tasein en nou giet er der foar omlizzen!’ It koe net; in kening kin gjin eden brekke, dêr't alleman by sit. Mar it wie gemien en it bigreate him om dy Godsman!

Hy wonk en ien fan syn soldaten kaem op him ta. ‘Gean hinne’, sei er heas, ‘en doch hwat it fanke sein hat.’ De soldaet saluearde, rjocht en stram; doe gyng er de seal út mei greate stappen.

It hoegde net lang to duorjen, de finzenis wie tichteby, ûnder itselde dak en de soldaet hie sok wurk wol earder dien. Hy seach der net oars fan, doe't er de skûtel oan 'e kening brocht, de skûtel mei de deade holle fan de Doper. Mar Herodes syn

hannen trillen, doe't er him Salomé oerjoech en dy jouns smakke de wyn him net mear.

De oare deis kamen de discipelen fan Johannes en bigroeven him; doe namen se de reisstêf op en gyngen nei Galiléa om it Jezus to fortellen.

* * *

It wie net lang nei dizze drôve dei, dat Herodes Antipas foar it earst fan Jezus hearde. Al wer in profeet yn syn rjochtsgebiet, mar hy soe wol oppasse en gean der net wer hinne; profeten brochten altyd ûnheil. Mar doe't hja him fortelden dat dy rabbi fan Nazareth sels de kweageasten útwurp en de deaden it libben joech, doe sloech him de skrik om it hert. As dy wûndere profeet dêr yn it Noarden nou Johannes ris wie, Johannes, dy't hy formoarde hie en dy't opstien wie út 'e deaden en dêrom alles koe? Lang pakte er dêr mei om, de bange kening en sûnt dy tiid bisocht er om Jezus to treffen. It slagge him net en de Heare, dy't wol wist hwat der yn Herodes omgyng, socht him net op. Hy, de Kening, hie gjin boadskip oan 'e man dy't de heraut fan 'e Kening deade hie. Ien kear, de lêste deis dat er op ierde wie, soe syn paed dat fan Herodes kruse, mar dy tiid wie noch net kommen.

En sa wie der dan in ein kommen oan it wurk fan Johannes de Doper, de greatste fan alle profeten. Salang't er frij wie en gean koe hwer't er woe, hie er syn plicht dien en de skaren op Jezus wiisd. It wie syn skuld net, dat mar inkelden it paed nei de Kening foun hiene en yn him leauden en dat it folk syn wurden yn 'e wyn slein hie en him al hast forgetten wie. Hy hie har oproppen om har to bikearen, hy hie har

doopt yn 'e Jordaen, nou lei it fierder foar har eigen forantwurding. De Doper sels wie der net mear, mar it boadskip dat er brocht hie, it evangeelje fan 'e kommende Kening, dat lei der noch: it folk fan Israël mocht har wol goed bitinke, hwat hja mei dat boadskip dwaen soene.

De discipelen, dy't him bigroeven hiene, dy wisten hwat Israel yn him forlern hie en it wie goed, dat hja rouden om har deade master. Mar hwat hja earst tochten yn har bitter fortriet: dat syn wurk mislearre wie, dat wie sa net. Wis, hy hie gjin maklik libben hawn, dizze soan fan Sacharias. Nei syn blide jeuchd yn it hûs fan syn âlden wiene de iensume jierren kommen yn 'e wyldernis; nei de koarte tiid fan syn wurk by de Jordaen de donkere dagen yn 'e stins Machaerus; nei dy blide dei, doe't er de himel iepen sjoen hie en in stim út de himel klonk: ‘Dit is myn leave Soan....’, hiene der dagen west, dat er twivele oft Jezus wol wier de Messias wie. En doe, nei al dy soargen en nei al dat moedsum wurk syn wrede dea... It wie gjin wûnder, dat syn freonen rouden en net wisten, hwerom't it nou sa moast.

En dochs, as hja leauden hwat Johannes sels har leard hie, dan wie der gjin reden om sa forslein to wêzen: it wurk, dat God sels him oplein hie, wie folbrocht; de heraut mocht rêste, nou't de Kening kommen wie. Hy wie nou by God yn 'e himel en it soe net sa lang mear duorje, dan soe er dêr-boppe ek de Kening kommen sjen, fan hwaens komst op ierde hy sa faek sprutsen hie ta de mannen fan syn folk.

Brea yn 'e Wyldernis
186

It roun nei Peaske, doe't de learlingen fan Johannes by Jezus kamen en him de drôve tiding brochten, dat de Doper formoarde wie. De Heare naem him de dea fan syn trouwe tsjinner tige nei en foroare fuortdaliks syn plannen: ynpleats fan nei Jeruzalem, dêr't er oars altyd de hege feesten fierde, naem er de tolve mei nei de oare kant de mar, bûten it rjochtsgebiet fan Herodes. Nou't de fijannen de hannen slein hiene oan Johannes, soene se miskien ek him sykje en dat mocht noch net; syn ûre wie noch net kommen.

De discipelen wiene noch mar krekt werom fan har reis troch de stêdden en doarpen fan Israël, bliid en tankber om alles dat hja dien hiene. Hast oeral wiene se mei blydskip ûntfongen en hiene de minsken mei ynmoed nei har harke; siken hiene se better makke, melaetsken wiene reinige en sels de démonen wiene útwurpen op har wurd. Nou mochten de tolve dan rêste fan har lange reis en fearen se mei Jezus oer de mar, nei it stille steppelân, dêr't Herodes neat to sizzen hie en dêr't hast gjin ien him koe. En dêr, yn 'e stilte, woe er ek mei har prate oer syn eigen lijen en stjerren, dat nou al sa ticht oankaem. Hwant hja moasten noch hiel hwat leare, dy tolve learlingen, dy't yn syn namme sokke greate dingen dien hiene, mar dy't noch sa'n bytsje bigryp hiene oer syn wurk. Hy wie tige bliid, dat er nou in skoft allinne by har wêze koe, ek al om't de lêste wiken tige drok west hiene en hy sels ek nedich oan rêst ta wie.

Mar it kaem ek dizze reis wer oars as Jezus hope hie. Hja wiene noch mar krekt oan 'e oare wâl, of wer kamen de skaren op him ta, in greate mannichte folk út Kapernaüm en út de oare stêdden fan Galiléa, dy't heard hiene dat er yn it skip gien wie en dy't yn alle haest om 'e mar hinne tein wiene. Fansels hie er har weromstjûre kinnen en sizze, dat it him net paste, mar doe't er se kommen seach, wol fiif tûzen mânlju en dan noch froulju en bern, dy't om him sa'n lange reis makke hiene, doe krige er djip meilijen mei har. Syn discipelen hie er altyd by him, dêr koe er letter noch wol mei prate en dat er sels sa wurch wie, dêr tocht er net iens mear oer.

En ûren oan-ien, de hiele gleone middei, learde er it folk....

* * *

It wie al let en de skaden waerden langer, doe't er einlings ophâldde. De learlingen hiene al faek nei de sinne sjoen, dy't al leger en leger sakke; it waerd heech tiid, dat de minsken nei hûs gyngen. Hja wiene kommen om Jezus to hearren en dat forfeelde har noait, mar hja wiene sa hastich fuortrekke, dat se gjin iten meinommen hiene en de measten hiene sûnt de moarns bitiid noch neat wer hawn. Dat as hja foar de nacht noch hwat ite soene, dan moast er har nou gean litte; it neiste doarp wie noch in gesicht fier en foar safolle minsken wie der fêst net genôch to krijen.

Mar de Heare Jezus wie net fan doel om de skare sa gean to litten; hja koene sûnder iten de reis net dwaen en de measten soene wol gjin jild hawwe om brea to keapjen. Hy hie har hjir to lang hâlden op it

iepen fjild: it wie billik dat er nou ek foar har soarge. En rêstich sei er tsjin syn discipelen: ‘Jow jimme har leaver to iten!’

De tolve seagen elkoar oan en fan elkoar op Jezus. Hja woene wol graech dy hongrige minsken helpe, mar hoe soe dat kinne yn dizze steppe sûnder hûs of winkel? En sels al hie der iten to keap west foar fiif tûzen man, hwa soe dat dan bitelje?

Filippus kaem op Jezus ta. ‘Rabbi’, frege er, ‘moatte wy dan hinnegean nei de doarpen yn 'e fierte en brea keapje foar al dit folk? Mar sels as wy twa hûndert dénariën hiene, dan soe elk noch mar in lyts stikje krije kinne.’

Jezus antwurde: ‘Gean by de minsken lâns en sjoch hwat se by har hawwe.’ Hja diene it daliks, omdat Jezus it sei, mar allinne Andréas kaem net mei lege hannen werom. Mei in sucht sette er in bihindich kuorke foar de Heare del. ‘Ik haw in jonge foun, dy't fiif breaën hie en twa fisken, mar hwat is dat noch foar sok in mannichte?’

Jezus glimke. ‘It is genôch, Andréas. Kom hjir nou mei jimme draechkuorren en siz tsjin de minsken, dat hja sitten geane, yn groepen fan fyftich of hûndert.’

It duorre lang, ear't se allegearre sieten op it donkere, lange gêrs, mar doe't alles klear wie, wie it in prachtich gesicht: it like wol hwat op blombêdden, al dy groepen minsken yn har kleurige mantels, mei de smelle paden der tusken. It wie ek allinne mar yn 'e iere Maeitiid, dat it hjir sa moai wie en dat it gêrs sa fris en donker wie: noch in pear wike, dan wie alles wer to-skroeid ûnder de fûle simmer-sinne.

Mar de minsken dy't hjir oansieten tochten om hiel oare dingen as oan 'e blide Maeitiid: hja wiene flau fan 'e honger en seagen mei soarch nei de sinne, dy't al leger sakke. Hwerom liet de rabbi har net leaver gean, ynpleats fan har noch langer op to hâlden? Der wie ommers dochs gjin iten yn dizze wide steppe en nou duorre it noch wer langer, ear't hja thús wiene! Mar as hy it sa ha woe, dan soene se noch langer wachtsje.

En doe gyngen al dy tûzenen eagen nei Jezus en hja seagen hoe't er de hannen opheve en bigoun to bidden. Allinne de foarsten koene forstean hwat er sei en hja hearden dat er net frege om iten, mar dat er allinne mar tanke foar de spizen, dy't God har jown hie. Hja bigriepen it net. Hoe koe er tankje foar fiif platte breaën en twa lytse fisken, as der fiif tûzen man op iten wachten?

Sels de discipelen bigriepen noch net, hwat er fan doel wie. Suver forlegen stiene se by him en fan har lege kuorren seagen se nei al dy hongrige minsken dêr foar har. En dêrmei wonk Jezus ien fan harren en boppe de lege draechkoer briek er it earste brea. O, en doe ynienen seagen se it: it brea dat er briek waerd net lytser en de koer rekke fol. ‘Diel it nou om’. gebea er en yn 'e twadde koer foelen de goede brokken. Hja waerden der stil fan. God mocht it har forjaen dat hja twivele hiene oan syn macht....

Heech tilden se de folle kuorren en hastich bigounen se út to dielen; as hja neat mear hiene hellen se nije foarrie. Nou leauden se dat alles goed komme soe en dat al dy tûzenen sêd wurde soene. Fiif breaën en twa fisken! En al flugger briek er de kuorren fol en ûnder syn hillige hannen groeide it goede brea....

Noch noait hiene de Galiléers sa iten as doe dy jouns. Né, in keningsmiel wie it net, dit droege koarnbrea mei neat der op, mar thús ieten se ek gjin witebôle en de fisk dy't se nei krigen, smakke skoan. En dat al dy minsken sêd waerden fan fiif breaën en twa fiskjes, dat wie sa'n great wûnder, dêr foel al it oare by wei, dat er oan't nou ta dien hie!

Doe't hja net mear op koene, kamen de tolve der noch ien kear bylâns en hellen elk in kuorfol brokken op.

* * *

En doe, nei dat wûndere jounmiel, koe elk syn wegen gean; de honger wie oer en hja koene de reis wer dwaen. Mar it wie oft hja nou gjin haest mear hiene, to-minsten de mânlju net en yn groepen stiene se byïnoar en praetten oer dit hearlik wûnder. Hwa hie oait tinke kinnen, dat de rabbi fan Nazareth ta sok ding by steat wie? Dit wie nou dizze kear gjin gewoan wûnder, gjin sike dy't better waerd, gjin lamme dy't springe koe, gjin bline dy't de eagen iepen gyngen! Dat wie ek moai, foaral foar hwa't it oangyng, mar dit wie dochs hwat oars! Sok in wûnder, dat hie bitsjutting foar de takomst! Oan fiif breaën ieten har fiif tûzen mânlju sêd! Mar dy't sokke dingen dwaen koe, dy wie mear as in fromme rabbi, mear as in great profeet: dit wie de Messias, dy't komme soe. Nou wie der gjin twivel mear mooglik: hjoed hiene se iten mei de Messiaskening, dy't har forlosse soe út 'e macht fan 'e heidenen.

Hoe faek wie it al net bard, hjir yn dit selde steppelân, dat de soldaten fan Herodes in binde Seloten forfolgen en de bergen ynjagen? Hast altyd koene se de fijân ûntkomme, mar dan kaem de honger en moasten se har dochs noch oerjaen. Mar mei Jezus as kening en as oanfierder fan in leger, koe gjin fijân har der ûnder krije. Mei him koene se alles, ûnder syn findel wie neat mear ûnmooglik: in ynfal yn Galiléa net, in mars nei Jeruzalem en, hwa wist, in kriichstocht nei it heidenske Rome!

Mar as er wier de Messias wie, de langbiloofde forlosser, dan moast er it nou rounút sizze. It wie nou de tiid; noch in pear wike, dan wie it Peaske en hja wiene der nou klear foar. Alles woene se om him

forlitte: wiif en bern, wurk en bidriuw, hûs en have... Alles! En as er it nou noch net oandoarst, as er nou noch langer wifke tusken ja en né, dan soene se him twinge. By need soene se him mei gewelt kening meitsje. Hjoed hiene se sjoen, dat it koe, dat gjin ding him ûnmooglik wie - dan soe it ek. Dizze joun noch, dizze nacht!

En yn greate kloften rounen se nei de kant fan 'e mar, dêr't Jezus mei syn discipelen wie.

De Heare Jezus wist mar al to goed, hwat der yn dizze Galiléers omgyng en it die him bitter leed, dat hja him nou noch net bigriepen. It like wol oft alles om 'e nocht west hie, alle wûnders, dy't er foar har dien hie, alle wurden dy't er sprutsen hie, alle Skrift, dy't er har útlein hie. Noch seagen se him as in ierdsk kening de fijân yn 'e mjitte gean, noch woene se him, it Laem fan God, dat de sûnden fan 'e wrâld weinimme soe, meitsje ta de lieder fan in binde wylde Seloten. In kening moast er wêze, dy't de Romeinen oer de grinzen dreau en dy't it wûnderbrea briek foar syn hongrige soldaten. Har kening - hy soe it wêze, ien kear, as it syn tiid wie, mar earst moast er stjerre en bigroeven wurde. Hy mocht gjin keningskroan oannimme út har hân, sels net as hja him dy mei gewelt optwinge woene. Hwannear soe dat forbline folk it leauwe, dat syn keninkryk net fan 'e ierde wie? Hwannear soene se him oannimme, net sa't hjasels him ha woene, mar sa't er him oan har iepenbiere hie? Hy wist, dat it noait sa komme koe; noch dizze nacht soene se har fan him ôfkeare en as it wer Peaske wie, soene se him oerleverje oan 'e Heidenen.

En sels de tolve wiene neat wizer as dizze Galiléers, hja seine it net rounút, mar hja dreamden ek noch fan in keningstroan en fan keningshearlikheit en fan in plak oan syn rjochter- en lofterhân. Né, by har soe er gjin steun fine yn dizze swiere ûre; it wie better dat er har earst mar fuortstjûrde.

Hy wonk har en roun foar har út nei de marswâl; dêr twong er har om yn it skip to gean. Hja hiene leaver by him bliuwe wollen, nou foaral, nou't it like dat der greate dingen barre soene, mar doe't er har strang oplei om oer to farren en dêr op him to wachtsjen, doarsten se net tsjin him yn to lizzen. Mei in swier moed joegen se har fan 'e wâl en de mar op.

* * *

En wilens, oan 'e kant fan it wetter, wachte Jezus op 'e skaren, dy't him al mist hiene en nou út 'er haest op him ta kamen. Hy stie dêr stil, drôvich en swijend en harke nei har lûde, twingende sprekkoaren. ‘De kening heil! Heil de Messias-kening!’ Noch noait hie er him sa iensum field as dizze joun, tusken de tolve en de fiif tûzen.

Suver wyld krongen se om him hinne, bliid om it wûnder dat hja sjoen hiene en blider noch om hwat komme moast. En noch sei Jezus neat, noch stie er dêr stil, in great fortriet yn syn hillige eagen. Tocht er miskien oan dy sabbat to Nazareth, doe't der ek in skare om him hinne krong? Dit wie oars, nou woene se him kening meitsje, mei gewelt en tsjin syn sin, mar it wie net folle better as doe! En moarn-de-dei soene dizze selde Galiléers har fan him ôf keare en him haetsje.... ‘De kening heil!’

En doe't hja noch tichter by him kamen en doe't de bretaelsten de hannen oan him slaen woene, om him mei to fieren, seach er har oan en gebea har om him mei rêst to litten. Tusken de rigen troch gyng er it lân wer yn, de kant op nei de bergen.

Nacht op 'e Mar
187

Dy nachts, nei de lange swiere dei yn 'e steppe, tocht de Heare Jezus net oan sliepen; ynpleats gyng er op ien fan 'e bergen en dêr bleau er ûren yn it gebet. Nou't

de Galiléers him forlitten hiene, om't er har kening net wêze woe en nou't sels de discipelen him net bigriepen, woe er ticht by de Heit wêze en Him bidde om krêft. En hwer soe dat better kinne as op in hege berch, fier fan 'e minsken en tichte by Gods himel?

* * *

It wie al hast wer moarn, doe't er nei ûnderen gyng, de kant op nei de mar, dy't boldere yn 'e fierte. Hwant wylst hy op 'e berch wie en alles om him hinne forgeat, wie it waer foroare: de loft wie biroun en in fûle stoarmwyn sloech fan 'e westlike bergen del op it wetter. De tolve hiene lyk yn 'e wyn en hy hie har strang oplein om nei de oare kant to farren, mar by dit waer wie it ûnmooglik. Nou wrakselen se dêr yn it donker tsjin wyn en weagen en hja soene wis bang wêze; hy soe har helpe en nei har ta gean, hwant hy wist, dat God him hoedzje soe op dizze frjemde reis. En rêstich, oer de donkere, dynjende weagen, roun er

de mar op en it wetter droech him, net oars as wie it in hurde, feilige wei.

* * *

En wilens, yn it gewelt fan 'e stoarm, wiene de discipelen yn greate need. Uren oan-ien hiene se roeid, mar nou, yn 'e fierde nachtweits, wiene se noch mar in pear kilometer út 'e wâl. De wyn wie to sterk en as de stoarm net gau foel, soe it skip fol wetter slaen en sinke. Hwerom hie de Heare har ek oplein om oer to farren nei Kapernaüm, krekt nou't der greate dingen barre soene en de skare him kening meitsje woe? En as er dat net woe, as er miende dat it noch de tiid net wie, hwerom wie er dan net mei har gien?

As hy by har wie yn it skip, sels as er lei to sliepen yn it gewelt fan 'e stoarm, lyk as doe dy oare kear, dan soene se net bang wêze. Sels yn 'e sliep koe wyn noch waer him deare, dat wisten se nou wol, mar nou wie hy der net en nou koe alles barre. En al lûder bearde de stoarm en al wylder beukten de weagen it smelle skip. Moasten se hjir nou omkomme yn it donker, wylst hysels oan lân wie en om oare dingen tocht? Hiene se dat oan him fortsjinne? Hiene se dan om 'e nocht alles forlitten om him to folgjen?

* * *

En doe liet ien fan har de riem los en wiisde oer it wetter. Net fier fan it skip sweve hwat oer de mar; it like yn 'e skimermoarn op in man yn in wite mantel, mar in minske koe it net wêze, dy soe sinke yn 'e donkere djipte. O, en doe bigriepen se it: it moast in geast wêze, dat frjemde skynsel, in geast fan 'e mar miskien, dy't har gram wie en har meislepe woe nei ûnderen. ‘It is in skynsel’, rôpen se, ‘in wettergeast.’ En yn har binaudens gûlden se it út.

En dêrmei kaem in lûde, kleare stim oer it wetter: ‘Hâld moed! Ik bin it! Wês net bang!’ Hja hearden it daliks: it wie Jezus sels en alle bangens foel fan har ôf. Hy hie har dochs net forgetten, hy wie by har en nou koe gjin stoarm har mear deare. Hoe hiene se ek tinke kinnen, dat er har forjitte soe, hy dy't har sa leaf hie! Tochten se dan altyd wer to lyts fan syn wûndermacht? Rinnend oer it wylde wetter, sa wie er by har kommen en hja hiene him foar in geast oansjoen! Noait hiene se har noch sa djip skamme as nou, yn dizze stoarm. En stil sieten se dêr yn it slingerjend skip en wachten, hwat de Heare dwaen soe.

Allinne Simon stie oerein en seach nei Jezus. Nou wist er it fêst, nou't er dit wûnder sjoen hie, dat er noait wer bang wêze soe. Sels al wie Jezus net by har, dan noch tocht er om har en koe er har helpe. Jezus koe alles en dy't yn him leaude, dy koe ek alles! Hiene se gjin greate wûnders dien yn syn namme, doe't er har útstjûrde, twa by twa? Doe leauden se en dêrom koene se it ek. Mar nou leaude er ek; hy hie noch noait sa leaud as yn dizze nacht en dan koe er alles! En yn in great en sterk bitrouwen rôp er: ‘Heare, as jo it dan binne, siz dan, dat ik oer it wetter hinne by jo komme moat.’

Jezus spriek mar ien wurd: ‘Kom!’

En mei dat er it sei, wie Simon al bûten boart en mei greate, moedige stappen roun er op Jezus ta; de donkere, dynjende weagen droegen him, lyk as hja syn Heare droegen. De alve discipelen yn it skip hâldden de siken yn. Né, bang wiene se net mear, hoe soene se bang wêze, mei Jezus sa deun by, mar dit doarsten se dochs net. Gean oer de sé en net to-sinke, dêr moast men in leauwe foar ha, sa great as dat fan Simon....

* * *

It wie sa: hy hie in sterk leauwe, dizze Simon, mar it wie dochs sa sterk net, as de oaren mienden. Niist, doe't er noch op it skip stie en nei Jezus seach, doe leaude er fêst dat it koe, doe wie der gjin spoar fan twivel yn syn hert, mar mei't er fierder fan it skip ôf kaem, foroare dat. Hy seach net mear sa sterk op Jezus, hy seach nei syn fuotten en nei dat weagjend, donker wetter en nei de wite koppen en hy harke nei it gûlen fan 'e wyn. O God, tocht er, ik bin it al bigoun, mar ik kin it net folbringe; ik haw al wer to hastich west.... Hy fielde, dat er bigoun to sinken; it kâlde wetter wie om syn knibbels, syn mul, syn boarst.... It bisette him.... Dit wie de ein.... En doe, mei syn lêste krêften, boppe it gewelt fan wyn en wetter, rôp er: ‘Heare, bihâld my!’

Jezus wie al by him en griep syn hân en sette him op 'e skomjende weagen. ‘Dû lytsleauwige’, sei er strang, ‘hwerom bitroustû my net?’ Simon doarst neat werom to sizzen. Hy skamme him sa en, as in bern, oan 'e hân fan Jezus, roun er werom nei it skip.

Doe't hja wer oan boart wiene, foel meiïens de stoarm en de alve foelen foar Jezus del en seine: ‘Yn wierheit, jo binne Gods Soan.’ It kaem djip út har hert en it wie in hearlik wurd, mar de Heare wist, dat hja him noch net goed koene en dat hja noch mar al to faek twivelje soene oan syn wûndermacht. Mar hy wie ek bliid, dat hja it sein hiene en hy forwiet har net.

Doe griepen se de riemen en setten ta en oer de stille mar glied it skip, dat de Soan fan God oan boart hie....

‘Ik bin it brea...’
188

De jouns nei it wûnder fan 'e breaën, doe't Jezus de berch opgien wie to bidden, wiene de skaren yn 'e steppe bleaun: honger hiene se nou net mear en de lange mars, om 'e mar hinne nei Kapernaüm, foel net ta by donker. Sliepen wie net folle fan kommen, dy kâlde stoarmige nacht en de oare moarns bitiid wiene de earsten al wer by it wetter. It foel har ôf, dat Jezus der net wie; hy soe dochs net mear op dy berch wêze en hy koe ek net oerfearn wêze nei de oare kant: der wie gjin boat mear oan 'e wâl, doe't de discipelen de mar op roeiden. It soe it bêste wêze, dat hja op him wachten. Hy moast hjir dochs lâns komme en miskien, nei dy nacht yn 'e bergen, soe er nou dochs noch mei har gean nei Jeruzalem en har kening wurde. As er dat woe, as er har oanfiere woe yn 'e striid tsjin 'e Romeinen en har altyd brea jaen as der forlet wie, dan doarsten se it noch mei him oan, sels nei dy bittere toloarstelling fan 'e foarige jouns....

* * *

Letter op 'e moarn, doe't hja al gâns in skoft wachte hiene, kamen der in mannich skippen oer de mar en fortelden de fiskers har, dat Jezus al yn 'e iere moarn to Kapernaüm kommen wie. Hja wisten net hwat se hearden. Yn 'e iere moarn! Mar sa gau koe er noait om 'e mar hinne komme en hoe soe er oars, sûnder skip, oer it wide wetter komme? Wie dan alles wûnderlik, hwat dy rabbi fan Nazareth die? Yn elk getal, as Jezus to Kapernaüm wie, hie it gjin sin, dat hja hjir noch langer wachten.

En wylst de skaren yn alle haest op mars gyngen, it noarden troch, gyngen de inkelden dy't it bitelje koene yn 'e skippen en lieten har nei de oare kant roeije. Hja founen Jezus by de synagoge, yn drok petear mei syn discipelen en mei de Farizeën en Wetgelearden út Jeruzalem. Fansels, de hege hearen hiene biswieren tsjin dat miel yn 'e wyldernis, dêr't net ienris wetter wie om foar iten de hannen to waskjen! In echte Farizeër soe leaver fan honger omkomme as sok in swiere sûnde dwaen!

De hastige Galiléers steurden har net oan 'e strange mannen út Jeruzalem: hja hiene hiel oare dingen oan 'e holle as sokke kwesjes oer hanwaskjen foar iten en hja gyngen daliks op Jezus ta. ‘Rabbi’, fregen se, ‘hwannear en hoe binne jo hjir kommen?’

De Heare Jezus antwurde net op har fraech. It wie better, dat hja net wisten fan syn wûndere reis oer it wetter fan 'e mar. Juster, nei it wûnder fan 'e breaën, woene se him al kening meitsje; hwat soene se dan net dwaen as hja hearden dat er yn 'e stoarm oer it wetter rinne koe? En bûtendat, hy wist dat hja har plannen noch net opjown hiene en dat hja noch altyd hopen, dat er har kening wurde woe. En dêrom sei er strang: ‘Wiswier, wiswier siz ik jimme: jim sykje my net om 'e tekens dv't ik jim sjen litten haw, mar allinne om't jim iten hawwe fan 'e breaën en sêd wurden binne. Dat wûnder fan 'e spiziging, dat past by jim dwaze plannen, mar arbeidzje net om 'e spize, dy't forgiet, mar om 'e spize, dy't ik jimme jaen kin en dy't bliuwt yn it ivige libben.’

Hja antwurden: ‘Hwat moatte wy dan dwaen om Gods wurken to wurkjen?’

De Heare Jezus spriek: ‘Der is mar ien ding, dat jim dwaen kinne: leauwe yn my, omdat God my stjûrd hat.’

* * *

En dêr gyng it nou krekt om, tochten de Galiléers, oft er wier út 'e himel wie, of net! Hja leauden dat er in great profeet wie en dat er greate dingen dwaen koe; hja wiene ré om him to folgjen en him keningshulde to dwaen, mar hoe soene se oait leauwe, dat er fan God út 'e himel delkommen wie? En às it sa wie, hwerom die er dan net in wûnder, dat hja it sjen koene? Siken better meitsje en deaden it libben jaen en spizen formannichfâldigje, dat koene Elia en Eliza ek, mar hwerom liet er gjin ingelen fan 'e himel komme, of hwerom joech er har gjin brea út 'e himel, sa't Mozes dien hie, doe't er it folk it manna joech? Hja wiisden nei de synagoge, dêr't in krûk manna op ôfbylde stie en hja seine: ‘De man Mozes, dy hat ús âffears manna jown yn 'e wyldernis, dat wie brea út 'e himel, kinne jo dat ek?’

Jezus antwurde: ‘Jim binne mis. Hwant it manna, fjirtich jier oanien, wie wol in machtich wûnder, mar Mozes sels koe it net jaen en it kaem ek net út 'e himel. Mar ik siz jimme: it echte brea fan God is hy, dy't út 'e himel delkomt en dy't de wrâld it libben jowt.’

Hja seine: ‘Heare jow ús dan dat brea, net ien kear, mar aloan wer en wy sille yn jo leauwe en jo oeral folgje!’ En fol spanning seagen se de Heare oan. Soe er nou dochs noch brea út 'e himel jaen, it echte libbensbrea, dat better wie as alear it manna en as it droege koarnbrea juster, dat mar ien kear de honger bistilje koe? O, dan soene se him dochs noch kening meitsje en leauwe, dat er Gods Soan wie en

hy soe har forlosse út 'e macht fan 'e heidenen.

Mar Jezus spriek: ‘Ik bin sels it brea, dat delkommen is út 'e himel en dy't ta my komt, sil nea wer honger hawwe.’

* * *

Oant safier hiene de Farizeën swijend harke, mar nou koene se har net langer stilhâlde en mompeljend seine se tsjininoar: ‘Hoe kin er sizze, dat er út 'e himel delkommen is, as elk wol wit, dat er de soan is fan Jozef en Maria, dy't yn Nazareth wennen en dy't wy allegearre wol kenne?’

De Heare Jezus wist wol, hwat hja ûnderinoar bipraetten en dat hja him dochs net leauwe woene. Mar, al soene se allegearre him forlitte en him noch mear haetsje, hy moast it har dochs oansizze. En earnstich spriek er: ‘Ik siz jimme: ik bin it brea, dat út 'e himel delkommen is; as jimme myn flesk net ite en myn bloed net drinke, dan hawwe jim it wiere libben net. Allinne dy't myn flesk yt en myn bloed drinkt, dy hat it ivige libben, hwant myn flesk is wierliken spize en myn bloed is wierliken drank. Jimme âffears hawwe it manna iten, mar likegoed binne se stoarn yn 'e wyldernis, mar dy't my yt sil net stjerre, mar libje yn ivichheit! Mar ik wit, dat jimme net yn my leauwe sille, hwant allinne dy't myn Heit yn 'e himel útkard hat, sil my oannimme en ik sil him opwekje de lêste deis. Jimme lykwols, jimme binne net út God en sille it ivige libben net smeitsje....’

En nei dy wurden wie der net ien mear dy't hwat te sizzen hie. De mannen út Jeruzalem wiene forgrime om't Jezus sein hie, dat hja net út God wiene en ek de Galiléers woene neat mear fan him witte. Nou wisten se dat er noait har kening wêze soe, dat er noait har foargean soe yn 'e striid tsjin 'e Romeinen, dat er har gjin himelsk brea jaen soe op 'e fjildtocht tsjin 'e fijân! Syn flesk soene se ite moatte en drinke fan syn bloed! Hwat joech nou sok dwylsinnich praet? Om 'e nocht wiene se him folge en hiene se al har hope op him set! De Farizeën hiene dochs gelyk: hy wie net út God en hy koe de Messias net wêze.

Doe kearden se har om en gyngen by Jezus wei....

* * *

It waerd leech op it synagoge-plein to Kapernaüm: allinne de tolve stiene noch om Jezus hinne en in lytse rounte fan discipelen, dy't him al lang folge hiene. En sels by dy discipelen wiene der gâns, dy't oan har Master twivelen. Koe dat dan sa mar, dat Jezus tsjin de Farizeën en de Wetgelearden sei, dat hja net út God wiene? En it wiene dochs sokke fromme mannen, dy't it sa krekt namen mei de wet en de foarskriften! En ûnderinoar seine se: ‘Dy rede is dochs wol hurd; soks kin men net oannimme sûnder der oanstjit oan to nimmen.’

En ek dy wurden hearde Jezus en krekt om't it syn trouwe folgers wiene, dy't sa sprieken, die it him noch mear leed as niist mei de Galiléers en de mannen fan Jeruzalem. Hoe graech hie er wollen, dat dizze discipelen yn him leauden en dat hja syn wurden oannamen. Mar ek tsjin har mocht er allinne mar itselde sizze, as niist tsjin dy oaren. Hy hie alles wol jaen wollen om har to rêdden, mar der wie oars gjin bihâld as troch it leauwe yn him! En as hja him net oannamen en net yn him leauwe woene, dan koe hy der neat oan dwaen. En drôvich spriek er: ‘Dus, ek jimme nimme oanstjit oan hwat ik sein haw? Ek jimme fine it dwaesheit om myn flesk to iten en myn bloed to drinken? Sels jimme miene, dat der bihâld is bûten my? En jimme krekt koene it better witte as dy oaren! Jimme moasten bigripe, dat myn wurden geastlik forstien wurde moatte en net neffens de letter. Mar sels by jimme

binne der, dy't net yn my leauwe wolle. It bliuwt wier, hwat ik al earder sein haw: gjinien kin ta my komme, as it him fan 'e Heit net jown is.'

* * *

En nei dizze wurden kearden noch mear har fan Jezus ôf en woene him net mear folgje. Mar inkelden bleauwen by him, inkelden, dy't him boppe alles leaf hiene en, fansels, de tolve. Mar sels by de tolve apostelen wie der ien, dy't net mear yn him leaude, al doarst er it net rjochtút to sizzen. Dy iene wie Judas Iskariot. Ek hy hie bigrepen, dat Jezus noait de Messias-kening wurde soe fan 'e Galiléers en as dat sa wie, dan woe ek hy him forlitte. Mar Judas wie net fan doel om nou al fuort to gean: men wist noait, hoe't alles noch rinne soe en as it dochs noch goed kaem, as Jezus dochs noch sitte soe op 'e troan fan David, dan woe hy der by wêze. Hy koe nammers ek rêstich bliuwe; der wie dochs gjin ien, dy't wist hwat der yn him omgyng....

En dêrmei hearde er de Heare sizzen: 'Wolle ek jimme faeks fuortgean?' It wie Simon, dy't út namme fan 'e tolve antwurde: 'Heare, nei hwa soene wy ta gean? Jo allinne hawwe de wurden fan it ivige libben en wy hawwe leaud en bikend, dat jo de Kristus binne, de Hillige Gods.'

It wie in hearlik wurd, dat Simon sein hie, mar sels nou koe de Heare net bliid wêze. Hy tocht oan Judas, doe't er drôvich sei: 'Ik haw jim alle tolve útkard, mar ien fan jimme is in duvel.' Mear sei er net, en ek Judas sei gjin wurd. In jier letter, doe't ek yn Juda en Jeruzalem de greate omkear kaem en it folk him fan Jezus ôfkearde, soe it bliken dwaen, hwa't er wie. It hie better foar him west, as er nou ek mar gien wie....

Fan Lijen en Hearlikheit
189

Nei alles dat der to Kapernaüm bard wie, koe de Heare Jezus net yn Galiléa bliuwe; hy wie der net iens feilich mear, nou't de Seloten him net mear folgen en nou't de Farizeën mei har fijannen, de Herodianen, gearspanden om him to deadzjen. Dat op in iere moarn triek er mei syn tolve discipelen it noarden yn, de wei lâns nei Caesaréa Filippi.

In blide tocht soe it net wurde, dizze reis fan 'e Messias bûten de grinzen fan Israël. It hert wie him swier fan leed, om't it eigen folk net mear fan him witte woe en sels de gedachte, dat er nou allinne wie mei de tolve, koe him net bliid meitsje. Hwant op dizze reis woe er mei har prate oer it lijen dat him wachte en oer de dea dy't er stjerre soe en hy wist, dat er har dêr great fortriet mei dwaen soe. As it mooglik west hie, hie er har dit leed graech bisparje wollen, mar it koe nou net langer wachtsje en letter, nei syn opstanning út 'e deaden, soene se him tankber wêze, dat er har alles yn it foar forteld hie.

* * *

Net fier fan de noardergrins fan Galiléa en bûten it rjochtsgebiet fan kening Herodes, lei it stedtsje Bethsaïda Julia. It wie al heal en heal in heidensk plak, mar ek hjir hiene de minsken al fan Jezus heard. Doe't er mei syn learlingen troch de strjitten roun, brochten in pear mânlju in bline by him en fregen earbiedich oft er him oanreitsje woe en him de eagen iepenje.

De Heare Jezus wie bliid, dat dizze minsken sa fêst oan syn wûndermacht leauden en hy wie daliks ré om de bline to helpen, mar hy woe it net yn 'e stêd dwaen, dêr't elkenien him sjen koe; der mocht gjin nije opskuor komme en gjin nije skare, dy't him oeral hinne folge. Hy naem de bline by de hân en gyng mei him it fjild yn en allinne de discipelen wisten, hwat der barre soe. Hja hiene al sa faek sjoen dat in bline de eagen iepen gyngen.

Mar dizze kear gyng de Heare oars to wurk as de foarige kearen en joech er de bline net yn ien kear it gesicht werom. It wie hast, as gyng it dizze kear net allinne om dy man út Bethsaïda, mar as woe Jezus syn discipelen troch dit wûnder it iene of oare leare. Hy gyng flak foar de man stean en makke mei spui syn eagen wiet; doe frege er; ‘Sjochstû hwat?’ De bline antwurde: ‘It is noch net goed, mar ik sjoch de minsken foar my as wiene it beammen, dy't wannelje.’

En wer gyng Jezus foar him stean en foar de twadde kear lei er him de hannen op. It duorre mar ien momint, mar it wie langernôch, hwant doe't de bline de eagen opsloech, wie er genêzen en hy seach alles fier en klear.

It sprekt fansels dat de man oer de mjitte bliid wie, mar ear't er noch in wurd fan lof en tank sizze koe, spriek Jezus: ‘Gean daliks nei hûs en net earst de stêd yn, hwant de minsken hoege it net to witten!’ It foel him wol swier, to swijen oer dit hearlik wûnder, mar de genêzene die hwat him oplein wie en Jezus en syn discipelen reizgen fierder, sûnder dat immen har lestich foel.

* * *

En doe bigoun Jezus de tolve to learen, mar krekt as earder mei de bline, die er it net ynienen: ek har soene net yn ien kear de eagen iepengean. Hy bigoun mei in ienfâldige fraech.

‘Hwa sizze de minsken dochs dat ik bin?’

De discipelen antwurden: ‘De measten tinke dat jo ien fan 'e profeten binne, dy't opstien is út 'e deaden: Johannes de Doper, of Jeremia, of ien fan 'e oare profeten. En wer oaren sizze, dat jo Elia binne, dy't út 'e himel delkommen is. Mar dat jo de Messias binne, né, dat sille se nou wol net mear leauwe....’

En doe ynienen kaem de Heare mei de twadde fraech, dy't gâns slimmer wie as de earste: ‘Mar jimme, hwa sizze jim, dat ik bin?’

De discipelen seagen Jezus oan. Hwat moasten se nou sizze? Mar doe naem Simon it wurd, Simon, dy't sa faek de earste wie en earnstich sei er: ‘Jo binne de Kristus, de Soan fan 'e libbene God!’

De Heare Jezus wist wol, dat Simon noch lang net goed bigriep, hwat dat wurd ynhâldde, dat er sein hie. Hy tocht by it wurd Kristus (dat ‘Messias’ bitsjut), noch altyd oan keningseare, mar it wie nou de tiid net om him dêr hurd oer to fallen: hy hie de tolve ommers krekt meinommen om har al dy dingen to learen? Letter soene se dizze bilidenis fan Simon wol better en djipper forstean; nou wie it al hearlik, dat ien fan harren it sà sizze koe. En bliid en optein antwurde de Heare: ‘Sillich bistû, Simon-soan-fan-Jona, hwant dit wurd hastû net fan minsken leard, mar fan myn Heit yn 'e himel, dy't it dy iepenbiere hat. Hwant dizze bilidenis, dat ik de Kristus bin en de Soan fan God. is as in sterke rots en op dy stienrots sil ik myn Tsjerke bouwe en de poarten fan 'e hel sille

har net oerweldigje. En dûsels: dû silst net langer Simon hite, mar dû silst Petrus, dat is: stienrots, neamd wurde en letter sil ik dy jaen de kaeijen fan it keninkryk der himelen en hwatstû bynste op ierde, dat sil boun wêze yn 'e himelen; en hwatstû ûntbynste op ierde, dat sil ûntboun wêze yn 'e himelen.'

De oare discipelen seagen fan Jezus op Simon en fan har maet op elkoar. Hwat Jezus krekt bidoelde mei dat wûndere wurd, dat wisten se net, mar dat har freon Simon roppen wie ta greate dingen, dat bigriepen se wol. En dyselde discipel, dy't de kaeijen hawwe soe fan Gods keninkryk, dy wie ien fan har; út har namme mei hie er dat wurd sprutsen en yn him wie it antwurd fan Jezus ek foar har. En wylst hja efter Jezus oan rounen, tochten se oan alle hearlikheit, dy't komme soe en fol earbiedenis seagen se op nei Simon en neamden him mei syn nije namme: Petrus.

De Heare Jezus lei har noch op, dat hja oan nimmen sizze mochten, dat hy de Kristus wie.

* * *

En doe earst, nei't er har sprutsen hie fan 'e hearlikheit, dy't har wachte, bigoun Jezus oer it lijen dat er útstean moast en oer syn dea to Jeruzalem. 'It is wier dat ik de Minskesoan bin, dêr't Daniël yn syn boek fan sprutsen hat en dy't komme sil yn hearlikheit op 'e wolken. Mar earst moat ik noch gâns lije en forwurpen wurde fan 'e âldsten en de oerpreesters en de skriftgelearden en deade wurde; mar nei trije dagen sil ik wer opstean.'

De discipelen wiene forslein, doe't hja dizze freeslike wurden hearden en yn it earstoan sei gjin ien in wurd. Dit koe dochs net wier wêze? Hy soe dochs fêst noch mear sizze en har útlizze, dat dit in gelikenis wie en dat hja it net letterlik nimme moasten? Hy wie de Soan fan 'e libbene God, hie Simon sein, mar dan wie er sels ek God en God kin dochs net stjerre? En fol spanning seagen se nei Jezus, oft er it wurd net wer opnimme soe en har ûnderrjochtsje.

Mar de Heare roun rêstich fierder en sei neat mear. Hy hie ommers alles al sein, dat hja witte moasten en dizze kear hie er net yn gelikenissen sprutsen, mar frijút, sa dúdlik, dat in bern it bigripe koe! It wie nou de fraech mar, oft hja him leauden, ek al koene se der mei har bigryp net by. En hy hie ommers daliks al sein, dat er út 'e deaden opstean soe? Wie dat dan gjin djippe treast nei al dy drôve dingen?

En doe ynienen kaem Petrus nei foaren en naem Jezus mei oan 'e kant fan 'e wei, dat de oaren him net forstean koene. 'Heare', sei er hertstochtlik, 'dat mei God forhoedzje, dat soks jo oerkomme soe. Jo binne ommers sa machtich Heare, jo kinne alle dingen; hoe soene jo dan stjerre?'

De Heare Jezus seach Petrus oan en syn antlit stie strang. En sa lûd, dat alle oaren it hearre koene, spriek er: 'Gean efter my, satan! Dû bist my in oanstjit, hwant dû bitinkst net de dingen dy't út God binne, mar dy't út de minsken binne.'

Petrus sei neat mear; hy waerd deadlik bleek en efter syn eagen baernden de triennen. Sillich, hie de Master him neamd en nou dit wurd: 'satan'. Wie hy dan in 'fijân' fan Jezus, hy dy't alles foar him oer hie en dy't wurk en hûs en frou om him forlitten hie? Hy hie it allinne mar sein, om't er sa folle fan Jezus hâldde en him net misse koe.... Mar as de Heare sels it sei en him in 'satan' neamde, ja, dan moast it dochs wol slim wêze, hwat er sein hie. Hie er him mar stilhâlden! Mar hoe sil men jin stilhâlde, as men sa leaf hat en as it om sokke dingen giet? En swijend, biskamme, roun er fierder, efter de oaren oan.

* * *

En wilens, sûnder dat hja it wisten, stried har Heare de âlde, swiere striid. Altyd wer woe de duvel him forliede om syn Heit yn 'e himel oerhearrich to wêzen, om net nei Jeruzalem to gean en himsels net yn 'e dea to jaen; altyd wer woe er him forlokje om kening to wurden en nei macht en eare to stean. En nou hie er it wer sein troch de mûle fan Simon. ‘Jo hoege net to stjerren!’ Mar hy moast àl stjerre, hy moast hingje oan it wrede krús, dêrom allinne wie er op 'e ierde kommen en it wurk, dat er bigoun wie, soe er oan 'e ein ta folbringe. Elk dy't him dêr fan ôfhâlde woe, wie him in tsjinstanner, in satan. Né, it hie net to strang west, dat bitter wurd tsjin syn trouwe discipel. Mar lilk wie er dochs net op him.

Hy rôp de tolve en syn lûd wie net strang mear, doe't er sei: ‘Ik haw jimme sein, dat ik forwurpen wurde sil fan de âldsten en dat hja my oerjaen sille yn 'e dea, mar mien net dat *ik* allinne lije en stjerre moat. Hwant elk, dy't my folget en myn discipel wêze wol, dy moat ré wêze om mei my to stjerren. Jim witte hoe't it giet mei de Seloten, dy't opsteane tsjin de Romeinen en finzen nommen wurde? Hja moatte it krús drage, dêr't hja oan hingje moatte om in wrede dea to stjerren. Nou dan, dy't my folgje wol, dy moat ek syn krús opnimme en draech it efter my. Dy't syn libben net oerjaen wol om my, dy sil gjin diel oan it ivich libben hawwe, mar dy't syn libben forlieze wol, dy sil it ivich libben hawwe troch my.

Hwant al is it dan wier, dat ik stjerre moat, it is ek wier, dat ik ienkear komme sil yn myn Heite hearlikheit om de minsken to oardieljen en om elken-ien to leanjen nei't er dien hat op 'e ierde. Wiswier siz ik jimme, somliken fan dy't hjir by my stean, sille de dea net smeitsje, ear't hja de Minskesoan kommen sjoen hawwe yn hearlikheit....’

Op dyselde reis hat de Heare Jezus noch faker

sprutsen oer it lijen, dat him wachte, mar hat er ek oan inkelden fan 'e tolve de hearlikheit sjen litten, dy't weilein wie foar him en foar elk dy't yn him leaude.

Forhearliking op 'e Berch
190

It wie seis dagen letter, doe't Jezus syn tolve discipelen meinaem nei in hege berch; njoggen fan har lei er op om ûnder op him to wachtsjen, mar de trije oaren, Petrus, Jakobus en Johannes, mochten mei him nei boppen.

It barde wol faker dat de Heare Jezus de berch op gyng om to bidden, dat dêr seagen de discipelen neat gjin niget oan; it wie allinne mar frjemd, dat er dizze kear net allinne gyng. En wylst de trije mannen achter him oan rounen, de steile berchpaden op, tochten se oan dy dei to Kapernaüm, doe't er ek har trijen meinommen hie yn it hûs fan Jaïrus. Doe hie er it deade famke wer libben makke en har oplein, dat hja der net oer prate mochten; - soe er nou wer in great wûnder dwaen moatte, dat de oaren noch net witte mochten? It like sa wol, al koene se har net yntinke hwat it wêze mocht, dêr boppe op dy keale berch, dêr't gjin minsken wennen. En der him nei freegje, dat doarsten se net heal!

Doe't hja einlings boppe wiene, nei in lange en swiere tocht, wiisde de Heare har in plak, dêr't hja rêste koene; sels gyng er noch in eintsje fierder, heve de hannen omheech en bigoun to bidden. De discipelen doarsten neat to sizzen; it foege har net to praten, as de Master yn it gebet wie, dat hja sieten dêr mar stil en wachten geduldich. Mar it duorre sa lang en hja wiene sa wurch, dat al gau bifoelen har de lea en alle trije sliepten se, sa mar op 'e hurde groun.

* * *

En doe, wylst syn discipelen sliepten, barde dêr heech op 'e berch it wûnder, dêr't hja op hope hiene. De Heare Jezus, dy't alles om him hinne forgeat en alhiel opgyng yn it gebet ta de Heit, waerd alhiel foroare. Syn antlit bigoun to blinken, hearliker as de sinne op 'e middei en syn hiele lichem striele fan himelsk ljocht. It wie gjin glâns dy't fan boppen op him del foel, mar hy wie sels ljocht, sa strieljend ljocht, dat syn klean wyt waerden as farske snie, dêr't de sinne op skynt. Hy fielde ek gjin wurgens mear, gjin honger en gjin toarst, hwant hy wie nou al, sa't er ienris wurde soe yn Gods hege himel.

Hy wie tige bliid; nei al dizze jierren op in sûndige ierde, by minsken dy't him net bigriepen en dy't him haten, fielde er him nou wer thús. Fansels, hy wist wol, dat it sa net bliuwe koe: dizze hearlikheit soe foarbygean en strak moast er wer nei ûnderen, dêr't de minsken op him wachten mei har sûnden en har leed. Mar dochs wie er tankber, dat dit him barre mocht. Hy hie bidden om krêft om it bitter lijen to dragen en nou klaeide de Heit him mei dizze himelske hearlikheit! Nou wist er, dat er alles drage koe, alle smaed en fornedering, alle pine en smert en ek it swierste: de dea oan it krús.

Mar noch mear genede woe de Heit yn 'e himel him dizze dei jaen: twa boaden kamen by him op 'e berch om him to treasten en to bimoedigjen en tagelyk om him foar to hâlden, hoe't er stjerre soe to Jeruzalem. En it wiene gjin ingelen, dizze seinboaden út 'e himel, mar minsken lyk as hy, dy't wisten hwat lijen wie en dy't ek ien kear stien hiene tsjin in dwers en ôfkearich folk. Mozes wie de iene, de man dy't fjirtich lange jierren mei Gods folk yn 'e woastine swalke hie en Elia wie der by, de fûle strider foar de Heare, yn in tiid, dat Israël syn God forgeat en de Baäls tsjinne. It wie him in freugde, hjir op 'e berch to praten mei dizze beide mannen, dy't ien

kear har wurk op ierde dien hiene en nou by God yn 'e himel wiene. Sa soe hy ek syn wurk oan 'e ein ta dwaen en nei alle leed en lijen soe ek hy yngean ta de ivige hearlikheit. Hy soe stjerre, dat syn folk libje mocht. Ien kear hie er de kar dien en hy gyng net werom: gjin Satan en gjin minsken soene him forhinderje om it wurk to dwaen, dat de Heit him oplein hie, gjin Judas en gjin Simon....

* * *

En doe't hja alles bipraet hiene en doe't it tiid waerd, dat Mozes en Elia wer werom gyngen nei har hûs dêr boppe, tocht er oan syn trije discipelen. It wie neat dat hja sliept hiene; hwat Mozes en Elia mei him bisprutsen hiene, wie dochs net foar minske-earen, mar nou waerd it tiid, dat hja wekker waerden! Hja moasten sjen, hwat hjir barde, dat hja it letter, nei syn opstanning, trochjaen koene oan syn gemeente.

Hy stie flak by har, doe't hja de eagen opsloegen en

njonken him, blinkend en hearlik, stiene Mozes en Elia. De trije discipelen wisten net hwat hja seagen. It wie joun wurden en om har hinne stiene de donkere bergen, mar hoe wie hjir by har alles sa wûndere ljocht? En dit wie Jezus, hja seagen it daliks en dochs wie alles oars oan him, ljochter en hearliker. Net allinne syn antlit blonk fan himelsk ljocht, mar ek syn mantel, dyselde wite mantel, dy't de oerdeis noch griis wie fan stof. En fan Jezus seagen se nei de beide oaren. Sûnder dat immen it sei, wisten se, dat it Mozes wie en 'e profeet Elia. Sà moast Mozes west ha, doe't er foar syn folk útroun troch de sé en sà hie Elia stien foar de fjouwer hûndert fyftich Baälspreesters: sà, mar dan fansels sûnder dat himelsk ljocht. Jezus en Mozes en Elia.... Mar dan wie dit it teken, dat de skaren frege hiene, in teken út 'e himel en dat mochten hjà nou sjen....

* * *

En foaral Petrus wie wûnder bliid. Der wie in tekst, earne yn 'e Profeten, dat earst Elia komme moast en dan soe de Messias it keninkryk oangean en syn folk forlosse. O, en nou wie Elia hjir! Elia, dy't de Baälspreesters slachte en dy't nou wer de fijannen fan Gods folk fordwaen soe. Nou wie it dúdlik, hwerom't Jezus gjin kening wurde woe fan 'e Seloten: hy soe sels it swurd net swaeije, mar Elia soe foar him útgean en him bringe nei Jeruzalem!

En optein gyng er foar Jezus stean en sei: ‘Master, it is goed dat wy hjir binne, lit ús nou trije tinten opsette, ien foar jo, en ien foar Mozes, en foar Elia ien.’ Hy miende it wer goed, dy hastige Petrus, mar hy bigriep neat fan dizze forhearliking. God de Heare woe dizze joun syn Soan sterkje ta de gong nei it krús, nei de dea en it grêf, en dizze dwaze discipel miende, dat nou it heil bigoun wie en dat Jezus dochs noch kening wurde soe oer Israël. Hy tocht, dat it sa bliuwe koe en dat Mozes en Elia net wer opfarre soene nei de himel, en dêrom praette er fan tinten: hutten lyk as de Galiléers se makken fan tûken en leaf op 'e hege feesten to Jeruzalem.

* * *

Der wie net ien dy't antwurde. It wie nou de tiid net om Petrus to bistraffen en om him torjochte to wizen, hwant de forhearliking op 'e berch kaem nou ta it hearlik hichtepunt. Mozes wie der en Elia en nou kaem Godsels om har op to heljen. In ljochtsjende wolk kaem del út 'e himel en stie oer Jezus en Elia en Mozes hinne en yn dy wolk wie Gods hearlikheit. De trije discipelen beven en sels Petrus hie neat mear to sizzen. Oer tinten hie er it hawn en hjir, foar syn forhearde eagen, spraette God syn tinte oer syn hillige Soan. En út 'e wite wolk kaem de stim des Heare: ‘Dit is myn leave Soan, yn hwa't Ik myn wolbihagen haw; harkje nei him.’

Doe bigriepen de trije learlingen, dat Godsels delkommen wie op 'e berch en hja lieten har foaroer falle en waerden deadlik bang. Sa bleauwen se lizzen, de hannen stiif foar de eagen en yn har earen noch it droanen fan dy Godlike stim.

Mar Jezus gyng op har ta en bûgde oer har hinne en rêstich sei er: ‘Kom oerein en wês net bang!’ Hja doarsten net, mar op syn wurd sloegen se dochs de eagen op en doe wie alles wer gewoan. De Heare wie der net mear en Mozes en Elia wiene mei him opfearn en Jezus stie by har op 'e donkere berch en der wie gjin ljocht mear om him hinne.

* * *

Dy nacht bleauwen se op 'e berch en earst de oare moarns gyngen se wer nei ûnderen. De trije discipelen wiene der noch stil fan. Dit soene se noait, noait forjitte en strak soene se it fortelle oan de njoggen dêrûnder. Mar it wie, oft Jezus har gedachten rette, hwant hy naem daliks it wurd op en sei: ‘Forhelje oan net ien hwat jim sjoen hawwe, oant de Minskesoan opwekke is út 'e deaden.’

En dêrmei wie it, oft alle blidens by har weifoel. Nou spriek de Heare al wer fan syn dea en hja hiene sa fêst tocht, dat nou de heilstiid bigjinne soe! Hwerom wie Elia dan kommen? En drôvich seine se: ‘Mar is it dan net wier, hwat de skriftgelearden ús altyd foarhâlden hawwe, dat Elia earst komme moat om it paed foar de Kristus to sljochtsjen?’

Jezus antwurde: ‘Ja, it is sa't de profeten sein hawwe: earst moat Elia komme om alles torjochte to bringen, mar ik siz jimme: Elia is al kommen en hja hawwe him deade; sa sil ek de Minskesoan fan harren to lijen hawwe.’

* * *

Hja rounen swijend fierder, de slingerjende paden del en doe waerd it har dúdlik hwat Jezus bidoelde. De Elia dy't komme soe om it paed to sljochtsjen foar de Messias, dat wie oars gjin ien as de Doper! Mar moast har Master dan itselde paed lâns as Johannes? Soe hy dan ek stjerre moatte, hy, fan hwa't Godsels op 'e berch sprutsen hie: ‘Dit is myn leave Soan, yn hwa't Ik myn wolbihagen haw.’ Hja koene it net leauwe, mar dit wie nou al de twadde kear, dat hy it neamde! ‘Harkje nei him’, hie de stim des Heare sein. God wist, dat hja nei him harkje woene, mar alles wie sa frjemd, sa swier to forstean....

En mei in drôvich hert folgen se de Heare nei ûnderen, nei de flakte.

Hoe lang noch...?
191

Al de tiid dat de Heare Jezus mei de trije discipelen op 'e berch wie, hiene de njoggen oaren him wachte. It lei har by, dat dêr boppe hwat bysûnders barre soe, - oars soe er nammers Petrus en Jakobus en Johannes net meinommen ha! - mar hja koene har net foarstelle hwat it wêze soe, en hja hiene der ek gjin idé oer, hoe lang it duorje soe. Doe't de nacht foel en Jezus der noch net wie, joegen se har nei sliepen; it wie wol faker bard, dat er in nacht oer yn 'e bergen bleau.

De oare moarns, doe't de sinne al heech oan 'e loft stie, wiene se noch net werom, mar út 'e doarpen wei kamen der minsken op har ta. Doe't hja tichter by kamen, seagen se, dat der ek Skriftgelearden by wiene en in man, dy't in sike jonge by de hân hie. It wie de jonge oan to sjen, dat er slim ûngelokkich wie en de heit kaem hastich op 'e learlingen ta. Hy frege, hwer't de rabbi wie en hja wiisden nei boppen en seine, dat Jezus al gâns in skoft op 'e berch west hie en dat er miskien de hiele dei noch net kaem. Faeks bleau er noch wol in nacht wei; soks wisten se noait fan to foaren.

De man wie suver ûntdien, doe't er it hearde. Hy hie der in hiele reis om makke en it wie tige slim mei syn soan. In kweageast hie de jonge yn 'e macht en fan tiid ta tiid krige er setten, sa slim, dat it wol like dat er der yn wei bliuwe soe. It koe elke kear de lêste wêze en hy wie in iennichst bern en hja hongen tige oan him.... Mar as de rabbi der net wie, dan woene hja him miskien wol helpe: hja wiene syn learlingen en hiene ommers al earder yn syn namme greate wûnders dien.

De discipelen waerden suver kjel fan dy twingende fraech. It bigreate har genôch en it wie wier, dat hja doe, op har reis troch de stêdden fan Galiléa, siken genêzen hiene en démonen útwurpen, mar doe hie Jezus har útstjûrd en har macht jown oer sykten en kwalen. Mar dit wie hwat oars, nou hiene se gjin opdracht. It wie better, dat hja op 'e rabbi wachten.

Mar de man seach har sa smeekjend oan, en hy wie sa bang, dat syn soan wer in slimme oanfal krije soe, dat hja doarsten it him net to wegerjen. It koe yn elk gefal bisocht wurde en as it har net slagge, koe er altyd noch wachtsje. Dat hja gyngen op 'e sike ta en leine him de hannen op en earbiedich neamden se Jezus' namme. De jonge trille en seach har oan mei syn greate, skrille eagen, mar it wûnder, dêr't hja op hope hiene, barde net!

En njonken syn sike soan stie de heit, forslein en wanhopich, en hy forwiet har net, mar it wie him oan to sjen, hoe't it him ôffoel. Koe dan net ien fan dy njoggen mannen de jonge helpe? Joegen de kweageasten dan neat mear om de hillige namme fan Jezus? Mar dan wie der ommers gjin hope mear, dan hie it gjin sin dat er noch langer wachte. It wie better dat er mar wer nei hûs gyng; as der al hwat kaem, wie men mar it leafst thús. Miskien moast er noch tankber wêze as de dea de jonge forloste út dit ûndraechlik lijen. O, mar hy koe him dochs noch net misse, hoe slim it ek wie! Hy soe dochs op dy rabbi wachtsje, ek al moast it noch dagen duorje....

En doe seach er dat de Skriftgelearden op 'e discipelen ta kamen en har forwieten, dat hja de démon net útwije koene. Hja hiene it altyd wol tocht, seine se skamper, dat dy Nazarener net alles koe en nou hiene se it dan mei eigen eagen sjoen. As syn namme neamd waerd en de kweageasten fearen net út, dan wie it dúdlik dat er gjin great profeet wie. En doe't de discipelen der tsjin yn leine en it foar Jezus opnamen, wounen se har al mear op en bigounen se de Heare to lasterjen. It waerd in hiel striidpetear, dêr ûnder oan 'e berch en hja forgeaten de heit en syn ûngelokkige

soan en murken net iens dat Jezus der oan kaem mei syn trije discipelen en al flak by har wie.

Jezus spriek alderearst de Skriftgelearden oan en frege: ‘Hwer stride jim sa forheftich oer mei myn learlingen?’ Mar ear't hja him noch antwurdzje koene, kaem de heit fan de sike jonge nei foaren en foel foar syn fuotten del. ‘Rabbi’, smeke er, ‘wol dochs nei myn soan omsjen, hwant in kweageast makket him stom en dôf en as er in oanfal kriget, slacht er tsjin 'e groun en it brûs komt him op 'e mûle en hy knarst op 'e tosken en wurdt alhiel stiif. En ik woe him by jo bringe, mar jo wiene der net en doe haw ik jins learlingen frege, mar dy koene him net helpe!’

De Heare Jezus seach de discipelen forwitend oan. Nou wiene se al sa lang by him en noch wie har leauwe net greaternôch om in démon út to werpen yn syn namme. As hja werklik leaud hiene en hja hiene der ynmoedich om bidden, dan soe er har de macht jown hawwe om de sike to genêzen; mar ynpleats hiene se dúdlik har ûnmacht sjen litten en de Skriftgelearden reden jown om him to lasterjen. En dêr by har stie de skare, dy't alhiel net yn him leaude en dy't him allinne folge om wûnders en tekens to sjen.... En it

wie noch gjin dei lyn dat er op 'e berch stie by Mozes en Elia, ûnder Gods ljochte wolk! It wie sa swier om it allegearre to dragen, de ûnmacht fan 'e tolve, it ûnleauwe fan it folk, de fûle fijânskip fan 'e Skriftgelearden.

En wylst er syn eagen gean liet oer al dy minsken om him hinne, spriek er: ‘O, jim forkeard en ûnleauwich folk, hoe lang moat ik noch by jim forkeare? Hoe lang sil ik jimme noch fordrage?’ It wie suver oft er nei de ein bigoun út to sjen, nei de ein fan syn wurk op ierde, ek al wist er dat it útrinne soe op in freeslik lijen en op 'e dea oan it krús.

Mar hoe swier it him ek foel, hy soe dochs dwaen hwat de Heit yn 'e himel him opdroech. Hy wist, dat ek hjir wer wurk foar him wie en ek nou soe er syn plicht neikomme.

‘Bring de jonge by my!’ sei er.

Beevjend helle de heit syn soan op en laette him nei Jezus. Mar ynpleats dat er better waerd, sa ticht by dy hillige rabbi, krige er daliks ien fan syn swiere setten, de démon skuorde him hinne en wer en flak foar Jezus' fuotten foel er del. Wer stie it brûs him op 'e mûle en wer skokte syn lichem op en del. It wie net om oan to sjen en de discipelen huveren der fan.

Ek Jezus seach it oan en djipper noch as de omstanners, djipper noch as de eigen heit, dearde it him oan. Mar net daliks mocht er de sike helpe: hy moast earst noch prate mei dy man, dy't wol graech syn bern wer better ha woe, mar dy't noch altyd twivele oan syn macht.

‘Hoe lang is it al lyn’, frege er, ‘dat dit him oankommen is?’ en de heit fan de jonge antwurde: ‘Hy hat it al fan bern ôf en it komt altyd wer, it slimst as de moanne fol is. En elke kear as er it hat, bisiket dy démon him to deadzjen, hwant soms smyt er him yn it wetter en dan wer yn it fjûr en wy wolle him sa graech yn it libben hâlde, hwant wy hawwe oars gjin bern as him. Haw dan meilijen mei ús, rabbi, en help him as it jo mooglik is!’

Jezus seach him earnstich oan. ‘As it mooglik is? Mar alles is mooglik, as jo leauwe.’ En doe bigriep de heit, dat nou, nei dit wurd fan Jezus, alles fan himsels ôfhong. Dy rabbi woe him helpe, mar op bitingst dat er leaude! Syn soan soe better wurde, as hy op Jezus bitroude en sa net.... Niist hie er it de discipelen kwea ôfnommen, dat hja de jonge net genêze koene, mar nou wist er, dat er sels net better wie. Hy, de eigen heit, kearde mei syn ûnleauwe it wûnder op; hysels stie de genêzing fan syn bern yn 'e wei.... O, mar dan mòast er leauwe, dan mòast er him oerjaen oan dy wûndere rabbi! ‘As it mooglik wie’, hie er sein. Mar dat wie al ûnleauwe, dat mocht er net sizze, dat mocht er net ienris tinke. Hy stiek de hannen smeekjend nei Jezus út en rôp mei in útset lûd: ‘Heare, ik leau; kom myn ûnleauwe to help!’

En dat wie genôch. De Heare Jezus ferge dizze man net op in great en sterk leauwe, hy woe al helpe dêr't mar in lyts bigjin wie. Hy kearde him nei de jonge, dy't noch altyd oan syn fuotten lei to krimpen. Mar nou stiene syn eagen strang, en hy spriek net de sike, mar de démon oan. ‘Dû stomme en dôve geast, ik sels gebied dy: far út him en kom net wer yn him!’

Noch ienkear bisocht de kweageast om de jonge to fordjerren; noch ien kear sloech er him wyld tsjin de groun, dat er it útgûlde fan pine; noch ien kear makke er him sa binaud, dat er gjin siken mear krije koe en dat er foar dea lizzen bleau. De discipelen mienden al, dat er wei wie, mar Jezus bûgde oer him hinne en naem him by de hân. ‘Kom oerein’, sei er freonlik en dêrmei stie de jonge en glimke en wie genêzen. Syn heit naem him mei en wie oer de mjitte bliid en ek de skare stie forslein en forwûndere har oer Gods greate macht.

Al gau nei it wûnder liet de Heare Jezus de skare gean, hwant hy woe net, dat hja him huldigje soene en hy gyng mei de tolve yn in hûs. En dêr, doe't hja allinne by him wiene, sûnder dat frjemden har biharkje koene, fregen de discipelen: ‘Hwerom koene wy him net útwerpe?’

Jezus antwurde: ‘Om't jimme leauwe net sterkernôch is en om't jimme net mei ynmoed bidden hawwe. Hwant ik siz jimme, al hiene jimme mar in alderearst bigjin fan leauwe, sa lyts as in mostersiedtsje, jim soene tsjin dizze berch sizze: Gean hjirwei en hy soe daliks hinne gean. Mar dizze démonen farre oars net út as troch in oprjocht gebet.’

De Bern en de Hounen
192

Op in kear doe't de Heare Jezus wer wurden hawn hie mei de Farizeën út Jeruzalem, - dizze kear gyng it oer de âlde kwesje fan rein en ûnrein en oft men ite mocht sûnder earst de hannen to waskjen - waerden

hja sa forgrime op him, dat er it better achte om it lân út to gean. Hy triek it Noardwesten yn, nei it lân fan Tyrus en Sidon en yn ien fan de doarpen fan dat heidenske lân gyng er yn in hûs. Hjir soene se him fêst net kenne en hjir koe er dus rêstich in skoft bliuwe om allinne to wêzen mei syn learlingen.

Mar it die al gau bliken dat er ek yn it frjemde lân net ûnbikend bliuwe koe en dat de rop fan syn greate dieden him al foar gien wie oer de grinzen fan Israël. Hwant doe't hja op in kear nei bûten gien wiene, Jezus en de tolve discipelen, kaem in frou har fan efteren yn en rôp mei lûde stim: ‘Erbarmje jo oer my, Davids soan! Myn dochter is slim mei in kweageast bisocht!’

Jezus seach net om; hy die krekt as hearde er neat en hy roun gewoan troch. Mar de frou, dy't safolle fan har bern hâlde, joech it net oer. Noch lûder, noch twingender rôp se: ‘Heare, jo Soan fan David, haw meilijen mei my!’

Doe't Jezus noch net omseach, kamen de discipelen by him. Dit koe dochs sa net bliuwe, dat dy frou efter har oan roun en har yn opspraek brocht yn dit heidenske lân. Hy wie oer de grinzen gien, om't er gjin opskuor ha woe yn 'e stêdden fan Galiléa, mar dit wie noch folle minder. Dy frou koe it hiele doarp wol byinoar roppe en Jezus koe dochs gjin wûnders dwaen en net preekje foar sok heiden-folk! Hy moast har fuortstjûre en as er dat net woe - hy wie nammers sa ûnbigryplik goed! - dan wie it it bêste, dat er dat bern sa gau mooglik holp en dan fuortgyng, ear't der mear siken kamen.

‘Heare’, seine se, ‘meitsje jo dochs gau fan har ôf, hwant hja ropt ús efternei.’ De Heare Jezus antwurde: ‘Ik bin oars net stjûrd as nei de forlerne skiep fan it hûs Israël.’

De discipelen leine der net tsjin yn. It wie sa: de Heare wie op it lêst net kommen foar de heidenen, mar foar Gods eigen folk allinne. Hy koe sa mar net in heidenske frou to reden stean, dy't him lestich wie op strjitte. Hja soene ek net omsjen en ek krekt dwaen as seagen se har net en dan soe se wol gau fuortgean.

Mar dizze frou gyng net fuort! Hja leaude fêst dat dy rabbi út Israël har famke helpe koe en sa lang hy it har net forbea, soe se oanhâlde mei bidden. Hja wie frjemd foar him en út in heidensk lân en it wie neat gjin wûnder, dat er har net daliks holp, mar hy stjûrde har ek net fuort en sa lang wie der noch hoop!

En sels doe't Jezus en de discipelen wer by it hûs wiene en nei binnen gyngen, joech se de moed noch net forlern. Hja roun him efternei troch de iepen doar en doe't hja by him wie foel se foar syn fuotten del en smeke: ‘Heare, help my!’

De Heare Jezus tocht der net oer om har fuort to stjûren: hy hie fierstentofolle meilijen mei har en mei har sike famke en hy wie tige bliid dat hja ta him kommen wie. Yn syn eigen lân kearde it folk har fan him ôf, de discipelen bigriepen him net, de Farizeën haten him - en hjir, yn dit heidenske lân socht in frou him op en neamde him ‘de Soan fan David’.

Mar noch die er net daliks, hwat de frou him frege. Hy wie bliid, dat hja sa folle foar har bern oer hie en hy biwûndere har moed, mar hoe wie it mei har leauwe? Soe se oan 'e ein ta op him bitrouwe, sels as it like, dat er har net helpe koe?

‘Frou’, spriek er earnstich, ‘ik kin myn wûnders dochs net dwaen bûten de grinzen fan myn eigen lân? It jowt dochs gjin foech, it brea fan 'e bern to nimmen en werp it de hounen foar?’

De frou waerd net lilk. Hja fielde dat dy rabbi gelyk hie en dat hja gjin rjocht hie op syn help. De Joaden, dat wiene de bern fan God en hja hearde by de ‘hounen’. Nammers, sa't hy dat wurd sei, dêr't oare Joaden sa'n bittere forachting yn lizze koene, sa't hy it sei, hearde it net hurd en wreed. Mar as it dan wier wie, dat hja net by de bern, mar by de hounen hearde, dan koe er har lykwols to wille wêze! Ek yn in hûs, dêr't bern binne, sjit der noch wolris hwat foar de hounen oer!

‘Dat is sa Heare, mar ek de hounen ite wol fan 'e krommels, dy't falle fan har masters tafel.’

Doe't de Heare Jezus dat wurd hearde, waerd er tige bliid en hy spriek: ‘O frou, wol great is jins leauwe; gean hinne: de kweageast is al út jins dochter fearn.’

De frou riisde oerein en bliid en gelokkich roun se nei hûs. Hja twivele der net oan: har bern wie foargoed genêzen. En sa kaem it ek út: doe't hja yn 'e hûs kaem, lei har famke rêstich op bêd en de démon pleage har net mear.

* * *

Hja bleauwen net lang yn dizze kontreijen, mar mei in lange omwei trieken se troch it lân fan Sidon nei de streek fan Décapolis. Ek it Tsien-stêdde-lân lei bûten Galiléa, mar Jezus hie der al earder west en de man út Gerasa, dy't it legioen démonen hawn hie, hie oeral de tiding brocht fan syn wûndermacht. Doe't Jezus him genêzen hie en de greate keppel bargen omkommen wie yn 'e mar, doe hiene se him frege, oft er har lân forlitte woe, mar dizze kear wiene se net bang fan him.

Der kamen minsken by Jezus mei in man dy't neat mear hearre koe en dy't ek sa goed as stom wie en hja fregen him, oft er dy man de hannen oplizze en genêze woe. Fansels woe Jezus it wol, mar ek nou wer die er it net ynienen. Hja moasten net tinke, dizze heidenske minsken, dat er in soarte fan wûnderdokter wie, lyk as der doedestiids sa folle it lân ôfreizgen. En bûtendat, dizze man wie goed by syn forstân en Jezus woe witte oft er sels ek yn him leaude.

Fansels koe er it him net freegje: de man wie dôf en sa goed koe er ek net iens prate. Dêrom naem er him apart, in ein fan 'e skare ôf en stiek him de fingers yn 'e earen; dêrnei spuide er, makke syn finger wiet en rekke dêrmei de tonge fan 'e stomme oan. De man bigriep it daliks; hjir wie immen dy't him de spraek en it gehoar weromjaen woe en syn eagen ljochten op. Strak seach er nei Jezus, as ien dy't in machtich teken forwachtet.

De Heare Jezus seach op nei de himel, dat de stomme bigripe soe, dat God allinne him helpe koe en doe, mei in swiere sucht, spriek er: ‘Effatha.’ It wie in wurd út it Arameesk, de tael dy't Jezus fan syn mem leard hie en dy't er it leafst spriek, en it bitsjutte: ‘Gean iepen!’ Der wie neat bysûnders oan it wurd sels, mar yn syn hillige mûle wie it mear as in wurd allinne: hy hie it noch hast net sein of de man koe alles wer hearre en hy praette lûd en dúdlik.

De skare wie alhiel optein, doe't hja hearden hwat der bard wie en hoewol't Jezus har oplei om der net fan fuort to praten, forkundigen se it yn alle plakken dêr om hinne. Hja wiene ek sa bliid! En tsjin elk dy't it hearre woe, seine se: ‘Dy rabbi hat alles goed makke: de dôven lit er hearre en de stommen sprekke!’

Ek de discipelen wiene bliid en forbaesden har dat sokke dingen barre koene yn in heidensk lân. It soe noch lange jierren duorje ear't hja bigriepen, dat de Heare Jezus wol earst ta Israël komme moast, mar dat it heil ek wie foar alle oare folken. En yn dy tiid, doe't hja it evangeelje brochten yn fiere, frjemde lannen, sille se noch wol ris tocht hawwe oan de Foenisyske frou en oan 'e dôve út Décapolis.

Werom yn Galiléa
193

Doe't de Heare Jezus nei syn reizen bûten it lân fan Israël wer werom kaem yn Galiléa, mijde er de stêdden en de skaren dy't him mooglik folgje woene en triek er mei syn discipelen nei syn hûs to Kapernaüm. It wie by dy gelegenheit dat er foar de twadde kear mei har spriek oer syn lijen en stjerren.

Hy koe se sa goed, nei al dy moannen dy't hja by him west hiene en hy wist, dat hja noch net leauden dat hy, de Messias, stjerre moast. En earnstich, mei de klam op elk wurd dat er sei, spriek er: ‘De Minskesoan moat oerlevere wurde yn 'e hannen fan 'e minsken en hja sille him deadzje, en de tredde deis sil er opwekke wurde.’

De learlingen waerden tige drôvich. Hoe koe de Heare nou sokke dingen sizze, as er dochs de Messias wie en ta greate dingen roppen? En hwerom, as it in gelikenis wie en net sa mar in gewoane meidieling, hwerom lei er it dan net út hoe't er it bidoelde? Mar hja doarsten der him net nei freegje en om't hja syn wurden net leauden, ûntgyng de djippe treast har ek, dy't der ynlei: dat er de tredde deis wer opstean soe út 'e deaden.

* * *

Hja wiene noch mar krekt wer thús, of der kamen al in pear mânlju by de doar, dy't boadskip oan him hiene. It wie fan âlds gebrûk yn Israël dat elk dy't tweintich jier wie of âlder, elk jier in heale sikkel oan 'e timpel bitelje moast en dizze mannen hellen to Kapernaüm de skatting op. Ek Jezus en syn discipelen stiene by har to boek en om't hja lang op reis west hiene, wie it al oer de tiid. Mar nou't hja wisten, dat er wer thús wie, nou soene se der daliks wurk fan meitsje; it joech gjin pas, dat in rabbi achterop wie mei biteljen!

Hja gyngen lykwols net daliks nei Jezus ta, - dy Nazarener hie soms sokke frjemde ideën oer hwat al of net mocht! - mar sprieken der earst Petrus oer oan: ‘Hoe sit dat, bitellet jimme master de timpelskatting net?’

Petrus antwurde sûnder him to bitinken: ‘Jawis al!’

Jezus hâldde ommers trou de wet fan Mozes, dat hoe soe er dan net bitelje hwat Mozes foarskreaun hie? Hwat hoegde sok folk altyd daliks it slimste to tinken! En mei greate stappen sette er yn 'e hûs om it tsjin Jezus to sizzen en it jild op to heljen.

Mar ear't er noch in mûle iependien hie, kaem Jezus him al to foare en sei: ‘Hwat tinkt dy, Simon, fan hwa freegje de keningen fan 'e ierde skatting en tol? Fan har eigen bern, of fan frjemd?’

Forheard bleau Petrus stean. Hie er faeks wer to hastich west, hy mei syn: jawis al? Woe Jezus net bitelje, dizze kear? ‘Ik tink’, sei er bidêst, ‘allinne fan frjemden en net fan har eigen bern.’

Jezus antwurde: ‘Goed, mar dan binne dus de soannen frij. Mar soe ik dan ek net frij wêze, as myn Heit yn 'e himel syn skatting freget?’

En doe *wist* de hastige Petrus, dat er wer to gau hwat sein hie! Fansels, it timpeljild wie oars net as in

jefte foar God en hwat soan bitellet nou skatting oan syn eigen heit? Hy moast wer nei dy mânlju ta en sizze, dat de Soan fan God net bitelle ta syn Heite hûs....

Mar al wer wie Jezus him foar: ‘Ik koe wol frij, mar hja wolle dochs net leauwe, dat ik de Soan fan God bin. Dat om har gjin oanstjit to jaen: gean nei de sé, werp de angel út en nim de earste fisk dy't boppe komt en yn syn bek silstû in sikkel fine. Nim dan dat jild en jow it har foar my en foar dy.’

Petrus die fuortdaliks hwat him oplein wie. Hy koe net leauwe dat syn Master stjerre soe, sels net nou't er it út syn eigen mûle heard hie, mar dit wûnder fan in fisk mei jild yn 'e bek, dat leaude er daliks. ‘Ik kom daliks werom’, sei er tsjin de mânlju bûten en moedich, de lange angel oer it skouder, sette er de stap nei de mar. Noch noait hie in fiskerman út Kapernaüm sa wis west dat er hwat fange soe!

Hy hoegde net lang to wachtsjen: sadré't er fielde dat er byt hie, helle er op; yn 'e bek fan 'e fisk foun er de sulversikkel. Hy glimke yn syn burd, doe't er mei greate stappen nei hûs ta gyng. ‘Sa binne dan de soannen frij.’ Allinne om de minsken gjin oanstjit to jaen, bitelle de Heare, mar hy hoegde net to biteljen út syn eigen beurs: hy naem ienfâldich in sikkel út 'e skat fan syn Heit. Fan God is alles dat der op ierde is: it fé op tûzen bergen, mar ek de fisken fan 'e mar! En hwat fan God is, soe dat ek net fan Jezus wêze?

En nou bleau der ek noch in heale sikkel oer foar himsels! It kaem wol fan pas: sa rom siet syn frou net yn it jild, nou't hy net mear fiske en elke drachme wie der ien. Sa net, it hie der oars ek wol wer kommen, de twa drachmen timpeljild hie it noch noait oan stien. Mar dat de Heare him nou frijhâlde woe, dat hy diel mei ha mocht oan 'e skatten fan 'e Kening, dat wie wol in great ding....

As er witten hie, dizze Petrus, dat er ek syn diel mei hawwe soe oan Jezus' lijen en smaed, faeks dat er dan sa moedich net nei hûs gien wie mei syn sikkel en syn fisk....

De greatste yn it Keninkryk
194

Al ear't hja to Kapernaüm kommen wiene, hiene inkelden fan 'e discipelen der wurden oer hawn, hwa fan harren de measte wêze soe yn it keninkryk, dat Jezus oprjochtsje soe. Hja koene it der net iens oer wurde hwa't it heechste amt takaem en hja hiene der lang en forheftich oer striden. Dat it hie suver hite hollen jown en hja wiene der mar bliid om, dat Jezus it net fornommen hie.

Mar doe't hja dy earste deis by de Heare yn 'e hûs wiene, die it bliken, dat er dochs wol wist hwat der op 'e wei bard wie. Hy frege har ûnforwachts: ‘Hwer hiene jimme it sa drok oer ûnderweis?’ Hja krigen in kleur en doarsten neat to sizzen. Nou't Jezus hjir foar har siet en har sa earnstich oanseach, nou like ynienen dy fraech, dêr't hja sa fûl oer striden hiene, fan gjin bilang mear. Hja skammen har en doarsten neat to sizzen.

Jezus riisde oerein; hy rôp ek de oare discipelen en doe't hja der alle tolve wiene, gyng er sitten en bigoun er har to learen. ‘Jim woene witte, hwa't de heechste wêze sil yn myn keninkryk? Dan haw ik jim dit to sizzen: As immen de earste wêze sil, dy moat de alderlêste wêze wolle en de tsjinner fan allegearre.’

Krekt doe't Jezus dy wurden sein hie, kaem der in lytse jonge de keamer yn. De Heare Jezus wonk him en sloech de earmen om him hinne; doe seach er de tolve oan en sei: ‘Wiswier siz ik jimme, as jim jim net foroarje en net wurde as dit bern, sille jim net yngean yn it keninkryk der himelen. Dy't him fornederje sil as dit berntsje, dy is de greatste yn it keninkryk der himelen.’

De discipelen bûgden de holle. Nou bigriepen se it earst goed, dat hja forkeard dien hiene. Hja wiene greatsk en dreamden fan eare en hearlikheit, mar nou fielden se, dat hja har bikeare moasten fan har heechmoed. Dy't Jezus folgje woe, dy mocht net nei hege dingen stean, dy moast skruten wêze en tige dimmen, as dat jonkje, dat dêr foar har stie. Suver forlegen stie er dêr, syn donker kopke tsjin Jezus' wite mantel, en sa as dy lytse beuker, sa moasten hja ek wêze foar Jezus oer. It paste har net om in heech amt to bigearen, suver as hiene se der rjocht op: it wie earder in wûnder dat de Master har oannimme woe en har in plak ta-skikke yn syn keninkryk. Noch noait hiene se it sa ynsjoen en it soe net maklik wêze om sa needrich to wurden, mar it soe dochs moatte. En as Jezus har helpe woe, dan koe it ek....

En wer seach de Heare Jezus nei dat bern dat dêr by him stie, sa smel en bihindich tusken al dy greate

mânlju, en earnstich spriek er: ‘Tink net dat yn myn keninkryk de greaten mar allinne telle en dat de bern der net op oankomme. Hwant ik siz jimme: hwa't ien fan dizze lytsen yn 'e hûs nimt yn myn namme, dy ûntfangt mysels. Mar ek, as immen ien fan dizze bern, dy't yn my leauwe, kwea docht en har oanstjit jowt, dy docht in swiere sûnde. It bart in inkelde kear dat immen in great kwea docht en dat de rjochter him foroardielet om fordronken to wurden; sa'n ien nimme se dan en bine in swiere mounestien om syn hals en litte him sinke yn 'e djipte fan 'e sé. It is ûnmooglik dat er it libben der ôfrêdt, mar sels dan kin er syn siel noch bihâlde; mar hwa't ien fan myn lytse bern to-nei komt, dy sil Gods ivige grime drage.

Tink der dochs om, dat jim net ien fan dizze lytsen forachtsje. Hwant as God yn 'e himel syn ingelen gebiedt om op har to passen, hoe soe Er dan net straffe, al hwa't op ierde syn bern kwea docht? Tink dan letter om 'e bern, dy't jim tabitroud wurde en stean der noed foar as in hoeder foar syn skiep, hwant jimme Heit yn 'e himelen wol net, dat troch jimme skuld ien fan dizze lytsen forlern gean sil.’

* * *

En ek dit wurd fan Jezus bigriepen de discipelen net daliks. Letter, folle letter, doe't de Heare Jezus al lang net mear op ierde wie en doe't de gemeente fan Kristus forfolge waerd en sels de bern om syn namme lije moasten, doe hawwe se it better forstien en dien hwat er har oplein hie.

‘Sawntich kear sawntich kear’
195

Mar net allinne oer de bern fan 'e gemeente moasten letter har soargen gean, ek de greaten soene se liede moatte en ta in foarbyld wêze en dat koe allinne as hja elkoar leaf hiene en it bêste foar de neiste sochten. Dat learde Jezus har yn dyselde tiid, doe't er wer ris allinne by har wie.

‘As dyn broer tsjin dy sûndige hat, gean dan hinne en wiis him to-rjochte as der oars gjin ien by dy is en as er dan nei dy harket en hy biliidt syn skuld, dan hastû dyn broer woun en is alles wer goed.

Mar as er net nei dy harkje wol, nim dan ien of twa fan 'e gemeente mei en as er dan noch net ta-jaen wol, bring it dan foar de gemeente. En as er sels fan 'e gemeente net om sizzen jaen wol en hy bikeart him net fan syn forkearde wei, dan sille jim him ôfsnije en hy sil jim wêze as in heiden en in tolgearder. Hwant ik siz jimme, hwat jimme ôfsnije op 'e ierde, dat sil ek yn 'e himel ôfsnien wêze en hwat jimme bine en by de gemeente rekkenje, dat sil yn 'e himel boun wêze.’

De discipelen hiene mei greate oandacht harke. Soe it dan ien kear sa wêze, dat de Heare Jezus sels net by har wie en dat hjà syn gemeente bistjûre moasten? Hja doarsten der net op yn freegje, mar it bleau har ûnbigryplik. Hy hie dochs sa faek al sprutsen fan syn keninkryk, en hwat wie in keninkryk sûnder de kening sels?....

En doe kaem Petrus mei in fraech by Jezus, in fraech dy't him swier op it herte woech en dêr't er net útkomme koe. Jezus hie it hawn oer immen dy't sûndige hie en dy't dan wer yn goedens woe en ta-sei, dat er it net wer dwaen soe. Mar as er dan dochs wer yn itselde kwea foel en hy die jin wer ûnrjocht oan, moast men him dan mar wer forjaen? Sels as er it iderkear wer die, trije of fjouwer kear of noch faker?

Hy hie al faek oer dy dingen neitocht en der ek wol oer praet mei oaren. De skriftgelearden, dy't altyd alles presys wisten, hiene ek op dizze fraech in antwurd: trije kear moast men forjaen en dan hie men de wet folbrocht; faker hoegde net. En

dat wie al net maklik, trije kear! Mar it lei him by, dat Jezus it der net mei iens wêze soe, dat dy trije kear net genôch fine soe. ‘Heare’, sei er, ‘hoefaek moat ik myn broer forjaen, as er aloan wer tsjin my sûndiget? Wol oant sawn kear ta?’

Fol spanning seach er Jezus oan. *Mear* as sawn kear, dat wie fansels ûnmooglik, mar de Master wist wol, hoe swak de minske wie en faeks soe er it dizze kear dochs noch mei de skriftgelearden iens wêze. Trije kear, dat gyng jin al boppe de macht!

Mar Jezus antwurde: ‘Ik siz dy, Simon, net trije kear en net sawn kear, mar oant sawntich kear sawn kear ta!’

Petrus waerd der suver kjel fan; al hwat er tocht hie, dit net. Sawntich kear sawn kear; it wie itselde as: altyd en ûnder alle omstannichheden. Mar hwa-

minske koe dat folbringe?

‘Hear, doch dochs geduld mei my....’

De Heare Jezus seach wol, dat Petrus ûntdien wie fan syn antwurd en dat ek de oaren it sa gau net forwurkje koene. Hja sieten noch altyd fortize yn 'e lear fan 'e Farizeën en skriftgelearden, dy't foar alles in fêst getal en de fêste mjitte hiene. En om har to learen dat de wet fan God net yn getallen útdrukt wurde kin, dat it God net to rêdden is om twa, of trije, of sawn kear, mar om it hert fan 'e minske dy't yn Him leaut, fortelde er har dizze gelikenis:

Der wie yn in lân in kening dy't ôfrekkenje woe mei syn tsjinners. Ien foar ien moasten se foar him forskine en it jild ôfdrage dat er har tabitroud hie, of dat hja foar him ynbard hiene. Der wiene guon by dy't greate sommen skuldich wiene en hiele rigen slaven droegen sekken sulver oan en setten se del foar de troan.

Doe gyng de doar wer iepen en wer kaem der in tsjinner oan, mar hy hie gjin slaven by him en hy droech gjin swiere beurs mei jild. Beevjend stie er dêr foar syn hear en doe't de kening de boeken neisjen liet, die it bliken dat er tsien tûzen talinten bitelje moast. Mar hy hie neat en strang sei de kening, dat hja him en syn frou en al syn bern op 'e slave-merk forkeapje moasten.

Mar ear't hja him noch bine koene, foel er del foar de troan en smeke: ‘Hear, doch dochs geduld mei my en ik sil jo alles werombitelje!’

De kening wist wol dat de man noait al dat jild bitelje koe - tsien tûzen talinten is meiïnoar wol fiif en tweintich millioen goune! - mar it bigreate him om de man en om syn bern en dêrom skonk er him syn skuld en liet him gean. De man sprong oerein en bliid gyng er de doar út en de stêd yn: ynpleats fan slaef wie er wer frij man en yn it boek fan 'e kening wie syn namme trochskrast. Hy skamme him net ienris mear, dat er it jild fan syn hear der trochbrocht hie en roun mei de noas yn 'e wyn: Gjinien koe him mear hwat meitsje! Syn ûnearlikens wie er hast al wer forgetten....

Hy wie noch net fier fan it keningshûs, doe't er in man tsjinkaem, dy't *him* noch jild skuldich wie: wol gjin greate som, sa'n foege fjirtich goune, mar nou't er sels neat mear hie, wie it dochs it meinimmen wol wurdich. It wie ek al gâns in skoft lyn, dat er it liend hie; dy man hie it al lang weromjaen moatten. Hy tocht fansels dat er

him net moanje doarst, om't er sels yn skulden siet, mar dat soe er oars gewaer wurde.

Mei in pear greate stappen wie er by him en sa mar, midden op 'e strjitte, griep er him by de kiel en rôp: ‘Bitelje hwatstû my skuldich bist!’

De man liet him falle foar de fuotten fan 'e forgrime tsjinner en stammere: ‘Och Hear, haw dochs geduld mei my en ik sil jo alles werombitelje!’ Mar de ûnbarmhertige tsjinstfeint woe nearne fan witte; hy sleepte him foar de rjochter en liet him yn it tichthús sette. It wie him net iens opfallen, dat de man deselde wurden brûkt hie, as hy doe't er de kening om genede bea....

‘Och Hear, haw dochs geduld mei my....’

Doe't de tsjinners fan de kening hearden hwat der bard wie, namen se it har tige nei. Dy't sels sa'n greate som skonken wie, dy liet in oar yn it tichthús sette om hundert denariën; dy't fortsjinne hie om foar altyd slaef to wêzen, dy wurp de neiste yn 'e finzenis! Mar dit wie net allinne ûnbarmhertich, it wie ek in

smaed foar de kening, dy't him alles skonken hie. Dit koene se sa net gewurde litte; dit moast de kening witte!

De kening, doe't er it hearde, waerd tige grammoedich en liet him daliks ophelje. ‘Dû wrede en ûnbarmhertige tsjinstfeint,’, spriek er, ‘dyn hiele skuld haw ik dy skonken omdatst my der om bidden hast; hiestû dan gjin meilijen ha moatten mei dyn meitsjinner, lyk as ik meilijen mei dy hawn haw?’

En dêrmei joech de kening him oer oan 'e pinigers en droech har op him to pinigjen, salang oant er alles bitelle hawwe soe. Mar elk koe wol bigripe, dat er noait wer frij komme soe, hwant syn skuld wie gjin biteljen oan.

‘En sa’, gyng Jezus fierder, ‘stiet it ek mei jimme. Jim skuld by God is altyd noch folle greater as de skuld fan 'e minsken by jim en dêrom moatte jim jim broer fan herten forjaen, ek al soe er iderkear wer tsjin jim sûndigje. Hwant as jimme net ré binne de neiste to forjaen, dan sil myn Heit yn 'e Himel ek jimme de sûnden net forjaen.’

* * *

Petrus bûgde de holle. Nou wist er hwat God yn syn wet fan him frege, mar hy fielde ek dat er dy swiere eask noait, noait folbringe koe. En dat Jezus sels foar him en foar alle oaren de wet folbringe soe en dat er dêrom stjerre moast, dat wist er doe noch net.

‘Boänerges’
196

Doe't de Heare Jezus tolve jier wie, hie er foar it earst de reis nei de timpel makke en ek letter gyng er faek op 'e hege feesten nei Jeruzalem. It wie him elke kear op 'e nei wer in freugde om op to gean nei de hillige stêd en to forkearen yn syn Heite hûs. En nou wie it dan wer sa fier: it feest fan 'e Leafhutten soe mei koarten fierd wurde en oer de wegen fan Galiléa trieken de feestgongers al wer op, de kant út nei de Jordaen. It wie de koarste wei net, hwant hja moasten twa kear troch de rivier en dan oer Jericho nei Jeruzalem, mar hwa't it hwàt oan tiid hie, makke leaver in greate omwei, as dat er troch Samaria gyng.

Hwant it wie noch krekt as ieuwen lyn, yn 'e tiid fan Ezra en Nehemia: de Joaden en de Samaritanen haten elkoar en noait stiene se skerper foarinoar oer as yn 'e dingen fan 'e godstsjinst. Sa'n hûndert jier lyn hie in foarst út it hûs fan 'e Makkabeën in ynfal dien yn it gebiet fan 'e Samaritanen en har timpel, op 'e berch Gerizim forbaernd. En lyk as wie it noch net slimmernôch, dat hja har timpel kwyt wiene, wie it har ek noch forbean om yn 'e timpel to Jeruzalem to kommen! Soks forgeaten se net wer en nou noch, nei al dy jierren, koene se it net fordrage dat de Galiléërs troch har lân nei de timpel gyngen. It wie wol ris bard, dat hja mei de feestgongers yn 'e slach rekken en dat der bloed floeide.

Dat it wie neat gjin wûnder dat de measte Galiléers de omwei oer de Jordaen makken en de doarpen fan Samaria mijden. Ek de Heare Jezus gyng meastal mei dy kant om, mar dizze kear woe er leaver net mei de skaren reizgje en naem er mei syn discipelen de wei troch Samaria. Hy foun it ek neat net slim; hy hate it folk fan 'e Samaritanen net en hy seach ek net út 'e hichte op har del, lyk as syn lânslju diene; hja wiene neat minder as de Joaden sels, dy't him mei gauwens forwerpe en oan 'e heidenen oerleverje soene.

Hwant de tiid dat Jezus to Jeruzalem stjerre soe, bigoun al nei oan to kommen. Dit wie it lêste jier dat er omgyng troch de stêdden fan Israël en al soene se op dit

feest noch gjin hannen oan him slaen, dochs soe ek troch dizze reis de fijânskip fan 'e Farizeën en Sadduceën al greater wurde. Alles dat er to Jeruzalem dwaen moast, elk wûnder dat er forrjochtsje soe, elk wurd dat er sizze soe yn 'e timpel, brocht him tichter by de dea, tichter by it skriklik krús.

Mar al wist er hwat him to wachtsjen stie to Jeruzalem, hy gyng der dochs hinne. Hy wist dat syn Heit yn 'e himelen him dêr rôp en hy hie oars gjin bigearte as Syn wollen to dwaen, sels as moast it him it libben kostje. En dan: it lijen dat er drage moast, wie net de ein; nei de wrede dea oan it krús kaem de opstanning út 'e deaden en syn opnimming yn 'e himel en dêr seach er nei út mei greate langst. Dat moedich kearde er it antlit nei Jeruzalem en joech er him op reis troch Samaria.

En sels op dizze reis troch it lân fan 'e Samaritanen koe er net forburgen bliuwe en folgen forskate minsken him; it waerd suver in skare, dy't mei him triek, it Suden yn, dat hy moast in pear fan syn discipelen foarútstjûre om sliepplak to bisprekken yn ien fan 'e doarpen oan 'e kant fan 'e wei. De beide mannen, Jakobus en Johannes, gyngen moedich op stap; foar

har sels kaem it der net sa folle op oan hwer't hja sliepten, mar de Heare soe in goed plak ha. Hwant sels dizze Samaritanen soene him de doar net wize doare! En hwa wist, as hja him goed ûntfongen, soe er net in dei by har bliuwe en har siken better meitsje? Hy hie ommers ek yn heidenske lannen al ris in wûnder dien!....

* * *

En it wie sa, ek by de Samaritanen wie yn dy tiid de gastfrijheit yn eare en suver yn elk hûs wie wol sliepplak to finen foar in mannich reizgers. Mar dat woe noch net sizze, dat hja nou ek ré wêze soene om dizze feestgongers yn to nimmen! In lette reizger, dy wie altyd wolkom en sels as er in Joad wie, soene se him net by de doar keare, mar dizze skare, dy't op reis wie nei Jeruzalem, dat wie hwat oars. En doe't de beide discipelen oan 'e doarren kloppen en fregen om ûnderdak, woe gjin ien de Master ynnimme. It joech neat hwat hja seine: dat Jezus in great profeet wie en dat er it folk fan 'e Samaritanen net hate en dat er faeks har siken helpe soe - hja bleauwen op har stik stean. Hja woene gjin gedoente hawwe mei Joaden, dy't op reis wiene nei Jeruzalem en dêr mei út! It hie gjin sin om der langer oer to praten. En sa gyng it by elk hûs dêr't hja fregen; yn it hiele doarp wie gjin plak foar har Heare.

De beide discipelen gyngen werom, wurch fan dat dangeljen by de huzen lâns en hoe fierder hja kamen, hoe lilker hja har tochten. It slimste wie net, dat hja in forgese reis makke hiene en dat hja nou noch wer in ein fierder moasten foar de nacht; dat hiene se noch oersljochtsje wollen en fan sok Samaritanefolk koe men it forwachtsje. Mar dat hja dit har Master oandiene, dat hja *him* net ûntfange woene, dat wie troch alles hinne. Hy, dy't ienris hearskje soe oer alle lannen en huzen foarderje foar syn minste tsjinners, dy koe gjin sliepplak krije by Samaritanen! Noch mar in mannich wiken lyn, doe stie er mei Mozes en Elia yn 'e wolken op 'e berch fan 'e forhearliking en nou foelen yn dit doarp foar him de doarren ticht. ‘Dit is Myn útkarde Soan.’ Noch klonk har dat Godlik wurd yn 'e earen en dan hearre to moatten, dat dy forbline Samaritanen him har hûs forbeaën!

En hja tochten oan dat âld forhael út it boek fan 'e Keningen, hoe't de profeet Elia fjûr fan 'e himel falle liet op 'e haedman dy't him net erkenne woe as in profeet fan God. Elia, dy kaem foar de eare fan God op! Mar wiene hja minder as Elia doe? Hiene se God minder leaf as hy? En koene se alles net, as hja mar leauden? ‘As jimme in leauwe hiene as in mostersiedtsje sa lyts, jim soene tsjin dizze berch sizze: Gean hjir wei en hy soe daliks hinnegean....’ Mar as dat koe: in berch forsette, dan koene se ek fjûr fan 'e himel bidde en de goddeleazen forbaerne!

Sa kamen se by Jezus en hertstochtlik seine se: ‘Heare, wolle jo dat wy fjûr fan 'e himel delkomme litte, om har to fordwaen, lyk as Elia dien hat?’

De Heare Jezus kearde him daliks om en syn hillige eagen seagen har forwitend oan. Hy wist, dat hja him tige leaf hiene, dizze beide soannen fan Sébedéüs en dat hja it net fregen om har sels, mar lykwols die har fraech him bitter leed. It wie al wer in teken, dat hja, nei al de tiid dat er by har west hie, noch neat bigriepen fan syn wurk op ierde. Elia, de grime profeet dy't de goddeleazen fordie, dy koene se bigripe, mar hwannear soene se it forstean, dat hy mear wie as Elia? Hie er har nou noch net fakernôch foarhâlden, dat hja sels har fijannen leaf ha moasten en bidde foar hwa't har gewelt oandiene?

En strang, mar tagelyk ek drôvich, spriek er: ‘Jimme Boänerges, jimme wolle dat der fjûr fan 'e himel falle sil om al dy minsken yn dat doarp to fordylgjen? Jim witte net hwat jim bigeare, noch út hokker geast jim binne! It is net út myn geast, dat jim

sprekke, hwant de Minskesoan is net kommen om 'e sielen fan 'e minsken to fordjerren, mar om se to bihâlden.’

Doe wonk er ek de oaren en gyng har foar, de lange, swiere wei del nei in oar doarp. En efter him, forslein en biskamme, rounen Jakobus en Johannes. Dat wurd ‘Boänerges’ baernde har op 'e siel. ‘Tongersoannen’ bitsjutte it en yn Jezus hillige mûle hearde it as in fûl forwyt.

It folgjen fan Jezus
198

It wie al ris earder bard, dat Johannes en de oare discipelen mienden, dat hja foar de eare fan har Master opkomme moasten, en ek doe hie Jezus har fiele litten dat hja mis wiene en ynpleats syn saek skea diene.

It gyng dy kears oer in man, dy't hja troffen hiene,

doe't er, yn 'e namme fan Jezus, de kweageasten útwurp en slimme siken better makke en de learlingen founen, dat soks net to pas kaem. Dy man wie gjin discipel, al leaude er fêst oan Jezus' wûndermacht, en hy folge har net, mar dan hearde er Jezus' hillige namme ek net to brûken! It wie net earlik en hja hiene him strang oansein, dat er der mei ophâlde moast.

Mar doe't Johannes it letter tsjin Jezus sei, die it bliken dat dy der hiel oars oer tocht. Al folge dy man him dan net en al hearde er net by de discipelen, hy moast dochs wol in sterk leauwe ha, dat er de démonen útwurp. Gjin minske koe út eigen krêft sokke tekens dwaen en as it dochs barde, dan wie it dúdlik, dat Jezus sels troch him wurke. Mar as dizze wûnders barden troch him, dan kaem it net to pas, dat syn eigen learlingen it forbeaën. ‘Ik siz jimme’, spriek Jezus: ‘forbied him net, hwant hwa't net tsjin ús is, dy is foar ús, ek al folget er ús net.’

Net lang dêrnei, op 'e reis nei Jeruzalem, die it bliken dat der ek noch wol minsken wiene, dy't him wòl folgje woene, mar dy't gjin leauwe genôch hiene om it troch to setten.

* * *

De earste dy't by Jezus kaem op dy wûndere reis, wie in Skriftgelearde en dat op himsels wie al in wûnder. Oan't nou ta hiene de Farizeën en Skriftgelearden altyd tsjin Jezus west; hja forwieten him dat er de wet fan Mozes forachte en de sabbat briek en dat er omgyng mei tolgearders en sûnders. Yn har fûle haet biskuldigen se der him fan, dat er de Allerheechste lastere en it folk fan God forlaette; ien kear hiene se sels tsjin him sein dat er in démon hie en bytiden bisochten se him to deadzjen.

En nou stie ien fan harren hjir by Jezus, net om mei him to striden oer de ynsettingen fan 'e âlden en net om him to fangen yn syn eigen wurden, mar om him to folgjen en syn discipel to wurden. En wylst er djip foar de Heare bûgde, sei er lûd: ‘Rabbi, ik sil jo folgje hwer't jo ek hinnegeane.’

De Heare Jezus wist, dat dizze Skriftgelearde ek werklik miende, hwat er sei. Hy hie der lang oer neitocht en hy wie der ré foar om Jezus to folgjen ek al soene al syn gelearde freonen him der om skouderje en him forachtsje en miskien wol út 'e synagoge banne. Jezus wist ek dat dizze Skriftgelearde, as er ien kear syn discipel wie, him fan great nut wêze soe. De Farizeën soene him sa goed net mear bilasterje doare, as ien fan harren it mei him hâldde en it gewoane folk soe wis noch heger by him opsjen as ien fan har lieders syn discipel waerd; it wie net iens ûnmooglik dat noch folle mear minsken him folgje soene, dy't der oan't dizze tiid ta noch net oer gear kommen wiene.

Mar dochs naem Jezus him net sa mar ta syn discipel oan. Dizze man mocht dan in waerm hert en in djippe leafde hawwe, mar hy koe him net yntinke, hwat it ynhâlde in neifolger fan Jezus to wêzen. Hy soe wis mei blydskip mei op reis gean, mar it wie de fraech noch oft er it op 'en dûr úthâlde koe. Hy wie in man dy't in eigen hûs hie en miskien wol jild en boaden en Jezus wie earm en hie gjin ierdsk bisit. Soe er wenne kinne oan sok in heukerjend libben, oan dat swalkjen fan stêd nei stêd, sûnder in eigen hûs en in eigen bêd?

En wylst er him earnstich oanseach, spriek Jezus: ‘De foksen hawwe hoalen en de fûgels fan 'e himel nêsten, mar de Minskesoan hat neat, dêr't er de holle op dellizze kin.’ Mear sei er net: gjin ja en gjin né; as dit wurd earst goed yn him delgien wie, mocht er sels de kar dwaen.

Wy lêze net, dat de Skriftgelearde meigien is nei Jeruzalem....

* * *

Om dyselde tiid kaem der noch in man by Jezus en sei: ‘Heare, ik sil jo folgje, mar lit my earst hinnegean en ôfskied nimme fan myn húsgenoaten.’ En ek dizze man wie it ynmoed mei syn fraech en hoewol't er tige oan syn frou en bern hong, fielde er it as syn plicht om har to forlitten en mei Jezus to gean. Mar dêrom koe er noch wol ien kear thús sjen, foun er; it hoegde net lang to duorjen en hy koe dochs sa mar net fan hûs gean, sûnder syn folk farwol to sizzen. It kaem net yn him op dat de rabbi it him forbiede soe.

En dochs woe Jezus him net frij litte om nei hûs to gean. Op himsels wie it in tige billik forsyk, mar krekt foar dizze man, dy't sa folle fan syn frou en bern hâldde en dy't sa hong oan syn hûs en bisit, koe it in swiere forsiking wurde. Jezus wist, dat er noch lang net los fan alles wie, mar hy doarst it mei him oan op ien bitingst: dat er net mear nei hûs gyng. It mocht foar de omstanders wreed lykje, it wie, yn 'e groun, barmhertich. En as er de greate stap sette doarst, as er him nou losskuorde fan alles dat er leaf hie, dan soe er wis by Jezus forgoeding fine en in goed discipel wurde.

En dêrom sei er: ‘Dy't mei my de takomst yn wol, dy moat sterkernôch wêze om to brekken mei it forline. It is der mei as mei in ploeger, dy't net omsjen mei; hwant as er omseach soe de ploech op in hurde stien botse en yn stikken brekke. En sa is it ek mei jo: as jo net ôfstân dwaen kinne fan alles dat achter jo leit, dan binne jo noch net klear foar it keninkryk Gods.’

En krekt as de Skriftgelearde, stie ek dizze man foar de greate kar. Jezus hie him neat forbean en him ek neat oplein, mar hy hie dy koarte gelikenis mar al to goed bigrepen: hy mocht mei nei Jeruzalem en Jezus' discipel wurde, as er nou daliks mei op reis gyng en gjin ôfskie naem fan frou en bern. En krekt dat iene koe er net! Hy hie och sa graech mei Jezus wollen, mar dan net sà! En drôvich gyng er werom, nei syn húsgenoaten, dy't er dochs net opjaen koe....

* * *

Der stiene mear discipelen om Jezus hinne as allinne de tolve; der wiene oaren by, dy't ek yn him leauden en ek faek by him wiene, al folgen se him dan net oeral hinne. En doe, ûnforwachts, kearde de Heare him om en sei tsjin ien fan harren: ‘Folgje dû my en wurd myn learling!’

De man waerd hast kjel, doe't er bigriep, dat Jezus him bidoelde. Dus, hy mocht nou to-nei altyd by him wêze, lyk as Petrus en al dy oaren? It wie hast to great foar in sûndich minske, mar hy woe wol graech! Alhoewol, it trof al min; syn heit wie al tige âld en siik, dat elke dei koe de lêste wêze en dan moast hy as in goed soan de âldman de eagen ta-drukke en him bigrave. Mar as dat bard wie en hy hie syn berneplicht dien - en hwa wist hoe gau it net sa fier wêze soe! - dan wie er ré om Jezus to folgjen. En earnstich sei er: ‘Stean my ta, dat ik earst wer nei hûs ta gean en myn heit bigraef.’

En sels dit forsyk koe de Heare Jezus net tastean. It wie wis de plicht fan in âldste soan om syn heit de lêste eare to biwiizgjen, mar der kinne tiden wêze, dat in man in great bislút nimme moat en ré wêze om in stjerrende heit to forlitten. Jezus sels hie him roppen en dêr moast alles foar wike. Der wiene wol oaren dy't de âlde heit bigrave koene en dy't dochs gjin oanstriid hiene om Jezus to folgjen. Yn dizze soan wie in bigjin fan geastlik libben en dêrom wie ta him de ropstim kommen; dy oaren wiene geastlik ‘dea’ en koene skielik de âlde heit bïierdigje. Dat mei greate klam sei Jezus tsjin him: ‘Lit de deaden har deaden bigrave, mar dû, gean hinne en forkundigje oeral Gods keninkryk.’

En wer lêze wy net yn it Bibelforhael dat dizze brave soan syn heit forlitten hat om de Soan fan God to folgjen.

* * *

Op dyselde reis kaem der noch immen by Jezus mei in wichtige fraech. It wie, neffens it evangeelje-forhael, in ‘jongeman’, mar sa neamden se doedestiids elkenien, dy't noch net âld wie. En tige jong sil er fêst net mear west ha, hwant hy hie goede saken dien en in formogen fortsjinne. Mar net allinne dat er ryk wie en in great hûs hie en gâns lân en slaven, hy wie ek in man dy't it tige nau naem mei de wet en dy't elk sines joech. Fan syn jonge jierren ôf hie er altyd trou de geboaden hâlden en by de skatten dy't er woun hie, wie gjin sikkel ûnearlik jild.

Hy hie dan ek altyd tocht, dat it letter mei him wol goed komme soe: nei in lang en lokkich libben op ierde, soe God him opnimme yn 'e himel. Dat er sa ryk wie en safolle seine sjoen hie op syn wurk, dat op himsels wie al in teken fan Gods goede gunst oer him en it lean foar syn trouwe wetsbitrachting. En sa hie er lange jierren libbe: in from en rjochtskepen man, ryk en yn oansjen by de minsken, in foarbyld foar elk, dy't de tsjinst des Heare ynmoed wie.

Mar doe, op 'e iene of oare wize, wie Jezus yn syn libben kommen en mei ien slach wie syn rêst en syn selsbitrouwen fuort. Hy wie der ynienen net sa wis mear fan, dat er it ivich libben winne soe en it lei him by dat dy rabbi fan Nazareth, dy't

by de Farizeën foar in sabbatsbrekker gyng, fan syn learlingen mear frege as de strangste Skriftgelearde. It wie wier, dat er it net slim foun, om oan tafel to gean sûnder earst de hannen to waskjen en hy foun it gjin sûnde om op 'e sabbat in sike to genêzen, mar hy learde ek, dat men de fijân leaf ha moast en bidde foar hwa't jin gewelt oan die!

En noch stranger hâldde er de wet en noch krekter libbe er neffens de ynsettingen fan 'e âlden, mar it holp him neat, de âlde rêst en wissichheit wie foargoed foarby. It moast oars mei him, hy moast mear dwaen as de Skriftgelearden it folk opleine. En der wie mar ien yn 'e hiele wrâld dy't him dat oplizze koe, mar ien dy't swierder lêsten freegje mocht as Mozes en de âlden: Jezus fan Nazareth. Hy moast nei him ta en him freegje, hwat er noch mear dwaen moast.

Hy roun hastich nei Jezus ta en wylst er him op 'e knibbels falle liet, frege er: ‘Goede Master, hwat moat ik dwaen om it ivige libben to ervjen?’

De Heare Jezus seach him skerp oan en antwurde: ‘*Hwerom* neame jo my goed? Gjinien is goed, as allinne God.’ En mei dat koarte wurd woe er de smekeling oan syn fuotten leare, dat er wol goed bitinke moast hwat er die en tsjin hwa't er it hie. Hy kaem by him mei de fraech, dy't him op 'e siel baernde, mar wist er wol, dat er nou foar God stie? Of bidoelde er mei dat ‘Goede Master’ oars neat as in earbiedige groet en koe er dat selde wurd ek brûke foar de Farizeën yn Jeruzalem? Mar dan hie it gjin sin, dat er krekt by him kaem. Dat ien fan beiden: Jezus wie yn 'e wiere sin fan it wurd goed, mar dan moast er ek neffens syn [...]den dwaen - of it wie sa

mar in groetenis en dan koe er better dit wurd net brûke.

Yn elk gefal woe de Heare him antwurdzje op syn fraech. ‘Jo witte de geboaden?’ Fol spanning seach de man him oan. Nou kaem it! ‘Ik wit de geboaden fan Mozes’, spriek er, ‘mar hokker bidoele Jo?’ As de jongeman hope hie dat de rabbi nou ekstra swiere geboaden neame soe, dan sil it antwurd him wol ôffallen wêze. Hwant Jezus antwurde rêstich: ‘De gewoane geboaden: dû silst net troubrekke, dû silst net deaslaen, dû silst net stelle, dû silst gjin falsk tsjûgenis sprekke; earje dyn heit en dyn mem. Astû dy geboaden hâldst, dan silstû yngean yn it libben.’

As de man dêr foar Jezus goed bigrepen hie, hwat it is om Gods wet to folbringen, dan hie er nou sizze moatten: Heare, ik haw it mei ynmoed bisocht, mar it djipste fan 'e wet, dat kin gjin minske hâlde - en dan soe Jezus him leard hawwe, dat hy, Gods Soan, ek foar him de wet folbringe soe. Mar krekt dat iene wist er net. Hy miende noch altyd dat er *sels* it ivige libben fortsjinje koe, wie it dan al net mei it hâlden fan de âlde geboaden, dan dochs wol troch bysûndere goede wurken. En nou kaem dy rabbi him dochs noch wer oan mei dyselde geboaden, dy't er al sa lang koe en dêr't er altyd nei libbe hie.

‘Heare’, sei er - en hy miende it mei hiel syn hert - ‘Heare, dat bin ik allegearre neikommen, fan myn jonge jierren ôf; siz my hwat ik noch mear dwaen moat!’

De Heare Jezus seach him djip yn 'e eagen en krige him leaf. Dit wie in man dy't der net sa mar hwat hinne sei, mar dy't stie by syn wurd! Dizze rike jongeman *hie* wraksele mei de geboaden en hy *hie* mear dien as alle oaren. As er nou ek noch learde, dat al dat minske-wurk foar Gods hillige eagen net bistean koe - hwat in goede learling soe er dan net wêze! En om't Jezus him sa leaf hie, soe er him de kâns jaen: hy soe him opnimme yn syn rounte, mar al wer op ien bitingst: hy moast biwiizgje dat er dan ek alles foar him oer hie, sels hwat him op ierde it djûrste wie: syn bisit. It wie in swier stik, dat er him oplizze soe, mar hie er sels net frege om hwat bysûnders, om hwat dat boppe de wet fan Mozes útgie?

En mei djippe earnst sei er tsjin de jongeman: ‘Noch ien ding moatstû dwaen: forkeapje alles datst' hast en fordiel it ûnder de earmen en dû silst in skat hawwe yn 'e himel. En kom dan werom en folgje my.’

De rike man bûgde de holle en in great fortriet wâlle yn him op. Al syn jild en bisit, syn lân en syn hûs, dêr koe er net sa mar ôfsjen. As Jezus him in diel frege hie, sels al wie it de helte, dan hie er daliks ré west, mar dit gyng to fier; dit frege de rabbi ek net fan oaren. En tige mismoedich gyng er fuort, by Jezus wei, nei syn hûs en syn skatten ta....

Drôvich seach Jezus him nei. Sa graech hie er him mei ha wollen op 'e reis nei Juda, sa graech him leare wollen oer de dingen fan Gods keninkryk. En mei in sucht sei er tsjin syn learlingen: ‘In rike sil biswierlik yngean yn it keninkryk der himelen.’

Forheard seagen de tolve him oan en hy bigriep hwat der yn har omgyng. Hja hiene altyd tocht, dat in rike folle *makliker* de wet folbringe koe as har soarte minsken en dus makliker de himel fortsjinje. Hwa't it net oan jild stie, dy koe mear goed-dwaen, mear offers bringe, mear yn 'e wet studearje. Leau mar, dat dizze jonge man noait mei de lege mage troch it nôtfjild roun hie, lyk as har op in sabbat al ris oerkommen wie! En bûtendat: earm wêze, dat wie in straf en rykdom in teken fan Gods gunst. Hoe koe de Master nou sizze dat in rike biswierlik yngean soe? Hoe moast it dan mei de gewoane minsken komme, dy't dochs al sa folle tsjin hiene? En suver smeekjend seagen se Jezus oan, as woene se sizze: Mar dat miene jo dochs net, Heare, dat is dochs in gelikenis, dy't wy net bigripe en dy't hiel oars forstien wurde moat?

En op 'e nij naem Jezus it wurd en spriek: ‘Jitris siz ik jimme: It is lichter, dat in kamiel giet troch it each fan in nudle, as dat in riken-ien yngiet yn it keninkryk der

himelen.’ De discipelen wiene alhiel forslein. As in rike der mei al syn goeddwaen net komme koe, dan wie der foar har alhiel gjin hope mear. En alhiel mismoedich seine se: ‘Mar hwa kin dan noch bihâlden wurde?’

Jezus antwurde: ‘By minsken *is* dat ek ûnmooglik, mar by God binne alle dingen mooglik.’ En dat wie to-minsten in treast, al gyng it dwers tsjin alles yn, dat har oant nou ta leard wie! Net út eigen krêft soene se oait bihâlden wurde, mar troch in wûnder fan God!

En doe foun Petrus de moed om to freegjen: ‘Sjoch, wy hawwe alles forlitten en binne jo folge; hoe komt it dan mei ûs?’ De Heare Jezus seach har oan en hie har leaf, dy rûge fiskerlju út Galiléa, dy't him folge wiene en yn him leauden mei hiel har hert, ek al bigriepen se noch neat fan syn wurk op ierde en hy spriek: ‘Wiswier siz ik jimme: ien kear, as de Minskesoan sitte sil op 'e troan fan syn hearlikheit, sille jimme sels ek sitte op tolve troanen, om to rjochtsjen de tolve stammen fan Israël.’ En doe tocht er ek oan al dy oaren dy't nei har komme soene en sei: ‘Al hwa't forlitten hat huzen òf bruorren of susters of heit of mem of frou of bern of lân om myn namme, dy sil it dûbeld weromkrije, sels al soe er forfolge wurde om myn namme - en yn 'e kommende ieu it ivige libben. Mar sels hwa't de earsten binne om my to folgjen, moatte net tinke dat hja sels it heil fortsjinje kinne. Lit nimmen my tsjinje om eare of winst, hwant sokken siz ik: folle earsten sille de lêsten wêze en gâns lêsten earst.’

It Greate Feest
197

Fan alle feesten dy't op fêste tiden yn 'e timpel hâlden waerden, wie it feest fan 'e Leafhutten it greatste en it wichtigste. It duorre acht dagen en sa lang wennen de fromme Israëliten yn hutten fan twigen en blêdden; dy leafhutten wiene tagelyk in oantinken oan 'e tiid dat Gods folk, yn 'e woastine, yn tinten wenne, èn in symboal fan alle leed en fordrukking dy't letter kommen wiene. As de hjerstrein troch it lichte tek hinne sloech en de wyn gûlde troch de reten fan 'e muorren, dan foun de echte Israëlyt dat neat net slim: nammerste better koe er him alle illinde yntinke, dy't de heidenen oer it âlde Godsfolk brocht hiene.

Dat sa fierde Israël thús it feest, mar yn 'e timpel gyng dy wyks noch gâns mear om. Hwant bihalve in oantinken oan hwat west hie, wie Leafhutten ek it feest fan 'e risping en fan it Nije jier. It waerd hâlden yn 'e hjerst as alle fruchten fan it lân ôf wiene en de lêste druven binnen en it wie de tiid dat de tsienden nei de timpel brocht waerden en dat men de offers bitelle dy't it jier lâns biloofd wiene. Fan 'e iere moarn oant de lette joun rikke dan it alter, sa folle bisten waerden der offere: de fêste taks fan elke dei: twa rammen, fjirtjin lammen en in tal jonge bollen en dêr kamen dan noch de offers fan 'e feestgongers by.

In bysûndere plechtigheit op it leafhuttefeest wie dan noch it gebet om rein. Elke moarn helle in preester yn in gouden kanne wetter út 'e fiver Siloa en letter waerd it, mongen mei de offerwyn, útgetten ûnder it alter. De preesters leauden fêst, dat it troch spleten yn 'e rotsgroun nei it binnenst fan 'e ierde roun en dêr op 'e iene of oare wize syn wurking die en makke dat de rein bigoun to fallen....

Foaral de lêste deis fan it feest, as de hegepreester mei alle oare preesters sawnris om it alter hinne roun, - de oare dagen diene se dat mar ien kear - waerd der bidden om rein. It wie ‘de dei fan it greate Heil’ en der wiene Skriftgelearden dy't tochten, dat op sok in dei de Messias komme soe.

Mar ek de earste feestdei barden der greate dingen en de jouns as it tsjuster wie, waerd it bûtenste foarhôf forljochte en hâldden se op it timpelplein in fleurige fakkeldouns; sels de Farizeën en Skriftgelearden, dy't oars noait út 'e ploai kamen, dounsen dan mei. En net earder gyng it folk nei hûs, as earst moast yn 'e iere moarntiid de earste hoanne kraeid ha. Dy nachts gyng it der soms wol ris hwat to wyld om wei en barden der dingen, dy't it ljocht net fordrage koene.

* * *

Dat it wie wol in tige bysûnder feest, mar dizze kear, nou't ek Jezus der hinne gyng, wie alles noch wer oars. It wie as hong der hwat yn 'e loft en de minsken út Galiléa forwachten, dat der greate dingen barre soene, in oproer tsjin 'e Romeinen, of it iene of oare wûnder dat alles yn Israël mei ien slach foroarje soe. Der wiene ek minsken, dy't tochten dat Jezus him nou op dit feest bikend meitsje soe as de biloofde Messias en it foel har tige ôf, dat er net mei de Galiléers kommen wie oer de Jordaen.

Ek de bruorren fan Jezus hiene fêst tocht, dat er him by de feestkaravaen jaen soe, dy't klear stie om fuort. It waerd heech tiid, tochten se, dat er nou ek yn Jeruzalem ris sjen liet, hwat er koe. Hwat joech it, dat er yn Galiléa it iene wûnder nei it oare die, dat er dêr foar in great profeet gyng en it folk yn ûnstjûr brocht, as er dochs net nei de haedstêd doarst om it keningskip oan to gean? As er de Messias wie, - mar hja leauden it sa mar net! - dan koe er yn Galiléa dochs neat bigjinne; sok ding waerd to Jeruzalem útmakke.

‘Gean hjirwei en tsjoch nei Judéa, dat elk de wurken sjen mei, dystû dochst. Hwant hwa't in namme ha wol by de minsken, dy moat net yn it forhoalen bliuwe, mar him iepenbierje foar alle wrâld.’

De Heare Jezus wist wol dat syn bruorren net yn him leauden, mar hy makke him net lilk en antwurde: ‘Gean jimme mar op nei it feest; gjin ien sil jim kwea dwaen, hwant de minsken haetsje jim net, mar my haetsje se wol en ien kear sille se my deadzje, om't ik har bistraf fanwegen har sûnden. Mar myn tiid is noch net kommen en dêrom kin ik nou noch net mei de Galiléers opgean. Leau net dat ik bang bin; ik sil my iepenbierje, mar net op dit feest.’

Sa wiene de fjouwer bruorren dan ôfreizge mei de greate karavaen, mar Jezus wie noch in dei-mannich yn Kapernaüm bleaun. Doe't er letter, troch Samaria, nei Jeruzalem gyng en yn 'e haedstêd oankaem, wie de earste dei fan it feest al oer. Der waerd tige oer him praet en der wiene twa partijen: somliken neamden him ‘goed’ om't er sa folle wûnders dien hie, mar oaren seine dat er in forlieder wie, dy't it folk op forkearde wegen lokke.

Nou't er ien kear to Jeruzalem wie, gyng er ek nei de timpel om dêr it folk to learen. Hy wist mar al to

goed dat de Farizeën it him kwea ôf nimme soene, mar dêr koe er net om swije; hja koene him dochs neat dwaen, nou't syn tiid der noch net wie.

Der wiene sels skriftgelearden dy't nei him harken en har forwûnderen oer syn reden. ‘Hoe kin dat dochs’, seine se tsjininoar, ‘dat er de Skriften sa goed ken, alhoewol't er net leard hat.’

Jezus antwurde: ‘Ik haw net by jimme yn 'e lear west, dat is wier, mar dêrom sprek ik noch net út mysels, hwant der is Ien dy't my stjûrd hat: God. En as jimme werklik yn Him leauden, dan soene jim witte, dat ik Syn wurden sprek! It docht jim nij, dat ik de wet sa goed ken, dy't Mozes jimme jown hat? Ik fyn it frjemd, dat jim de wet net *dogge*! Hwant hwerom haetsje jimme my en wolle jim my deadzje?’

De Farizeën seine der neat op, mar der stiene oaren by, dy't net wisten fan har fûle haet en dy't har net yntinke koene, dat sokke fromme mannen sokke tsjoede plannen hiene. Hja skodhollen forheftich en seine: ‘Man, hoe kinne jo soks sizze? Jo hawwe in démon! Hjir is ommers net ien, dy't bisiket om jo to deadzjen?’

De Heare Jezus lei der net tsjin yn. Hy koe dizze hege hearen better en hy wie noch net forgetten, dat hja him yn Galiléa al hjitfolge hiene, om't er op 'e sabbat in sike genêzen hie. En tsjin 'e Farizeën en Skriftgelearden sei er: ‘Jim forwite my, dat ik op 'e sabbat in sike better makke haw, mar hoe kinne jim dan op 'e achtste deis in bern bisnije, as dy dei op in sabbat falt? As dat dan wol mei, in minske *rein* meitsje op 'e rêstdei, troch him to bisnijen, soe ik dan op 'e sabbat gjin minske *soun* meitsje meije?’

Der wie gjin ien fan 'e gelearde hearen dy't in antwurd jaen koe op dy fraech en hja lieten Jezus ûnbihindere fierder sprekke. Dat die de feestgongers doe wer nij en hja seine forheard: ‘Soene se dan dochs noch leauwe, dat er de Messias, de Kristus, is? Mar dat kin ommers net, hwant wy witte hwa't syn âlden binne en dat er út Nazareth komt, en as de Kristus komt, sil gjinien witte hwer't er wei is.’

Mar ek dat hearde de Heare en lûd rôp er har ta: ‘Wis, jimme witte hwer't ik wei bin, mar dochs hat God sels my stjûrd! Mar jim kenne Him net; ik allinne ken Him, hwant ik bin fan Him útgien en Hy hat my stjûrd.’

Doe't Jezus dat sein hie, waerden de minsken om him hinne forgrime. Hoe koe dy rabbi, dy't it folk forlaette en tsjin de foargongers opstie, sizze dat er út God wie? It wie laster, sok sizzen, en hja krongen op him oan om him mei to nimmen en foar de rjochters to lieden. Mar doe't hja flak foar him stiene, doarsten se dochs net en der wie net ien, dy't de hannen oan him sloech.

En op it timpelplein waerd de bitizing hwat langer hwat greater; de fijannen doarsten Jezus neat to dwaen, de skare wist net mear hwat se der fan tinke moasten en forskate oaren leauden yn him en seine iepenlik: ‘Hy moat de Kristus wêze, hwant noait kin der ien komme, dy't mear tekens docht as hy!’

Doe't it sa fier wie en doe't de fijannen murken, dat Jezus sels yn 'e timpel oanhing krige, doe kaem yn ien fan 'e timpelgebouwen it Sanhedrin gear om to rieplachtsjen, hoe't hja him fange soene.

* * *

It Sanhedrin wie doedestiids it heechste rjochtskolleezje yn Jeruzalem en elk dy't de wet fan Mozes briek of de ynsettingen fan 'e âlden, koe foar har brocht wurde. En de straffen dy't de sawntich rjochters opleine, wiene fakentiids tige swier: hja koene in sûnder giselje litte en him sels ta de dea foroardielje! Foaral forgripen tsjin de foarskriften oangeande de sabbat wiene se tige strang op en hja soene Jezus al lang foroardiele hawwe, as hja mar doarst hiene.

Mar nou waerd it dan ek heech tiid, founen se. Al mear minsken lieten har forliede troch dy Nazarener en as it sa trochgyng, roun it op oproer en deaslach út; de Romeinen, yn har kazerne op 'e timpelberch, seagen sokke feestdagen neat troch de fingers. Dat de Farizeën en 'e Sadduceën, dy't oars sa fûl foarinoar oer stean koene, wiene it nou iens: Jezus moast foar it rjocht komme en it swijen moast him oplein wurde. Hja stjûrden der soldaten op út om him to heljen en leine har op, dat alles sa stil en ûngemurken ta gean moast as it mooglik wie; der wiene sa folle minsken, dy't it mei him hâldden en hja woene net graech dat it folk yn opskuor kaem.

De soldaten founen de Heare op it timpelplein, midden yn 'e drokte fan it feest, hwant it wie nou de lêste, greate dei. Sahwat ûngemurken joegen se der har by, lyk as hiene se gjin kwea yn it sin. Hja woene ek wol ris hearre hwat dy wûndere rabbi sei en ûntkomme koe er har dochs net.

‘Noch in koarte tiid bin ik by jimme, dan gean ik ta Him, dy't my stjûrd hat’, spriek er. ‘Jim sille my sykje en my net fine en dêr't ik bin, kinne jimme net komme.’ Hy spriek oer de takomst, dat er nou mei gauwens stjerre soe en lizze yn it grêf; dan soene syn fijannen komme en him sykje, mar dan soe it grêf leech wêze! Mar om't de Farizeën dat net bigriepen, seine se forheard tsjin elkoar: ‘Hwer sil er hinne, dat wy him net fine kinne? Hy sil dochs net nei it bûtenlân om de Griken to learen?’

Jezus gyng net op har dwaze fragen yn. Hy seach de preesters mei it hillich wetter oer it timpelplein gean en it kaem him yn it sin, dat de Farizeën learden, dat de Messias by syn komst ek wetter jaen soe út 'e rots, lyk

as destiids Mozes. Hy *wie* de Messias, mar hy soe gjin wetter komme litte út 'e rotsstien: hy hie hwat betters to jaen, as wetter foar de toarst! Noch in koarte tiid, dan soe er net mear op 'e ierde wêze, mar dan soe er syn Geast stjûre ta elk dy't yn him leaude. En mei in lûde stim, dat it klonk oer it folle timpelplein, rôp er: ‘As immen toarst hat, lit him ta my komme en drinke. Dy't yn my leaut, lyk as de Skrift sein hat: streamen fan libben wetter sille út syn binnenst floeije.’

En wer waerd it op it timpelplein in hiele striid. Somliken seine dat dit de profeet wie, dy't komme soe, oaren neamden him iepenlik de Messias en noch wer oaren ûntstrieden it forheftich. De Kristus koe dochs net út Galiléa komme, hwant sei de Skrift net mei safolle wurden dat er út 'e Davidsstêd, út Bethlehem, komme moast?

* * *

De soldaten harken noch altiten nei Jezus en hja kamen sa ûnder bislach fan syn wurd, dat hja de hannen net oan him slaen doarsten. Hja gyngen werom nei it Sanhedrin en seine it earlik: ‘Nea hat in minske sprutsen, sa't dizze sprekt!’

Foaral de Farizeën yn 'e Rie wiene forgrime. ‘Hat er jimme dan ek al forlaet, dy Nazarener, lyk as dy skare, dy't de wet net ken en dy't forflokt is? Sjoch nei ús, dy't jimme lieders en oersten binne. Hat ien fan ús soms yn him leaud!’ Har skille, forwoedene stimmen klonken troch de wide rjochtseal.

En doe, yn dat wyld trelit naem in âld man, in Farizeër, it wurd. Hy hiet Nicodemus en hy hie al in kear op in lette joun by Jezus west, om to freegjen hwat nou winliken syn lear wie. In tige swier petear hie dat west en de âlde, wize learaer hie wol bigrepen dat hy, as it der op oan kaem, noch net folle wist fan 'e geastlike dingen. Dy nacht by Jezus yn 'e keamer wie it him dúdlik wurden, dat de rabbi fan Nazareth gâns heger wie as hysels, mar dat koe er fan Jezus wol op en hy hie noch faek oer syn wurden neitocht. Hy hate him net en hy koe it net fordrage, dat al dy oaren him forachten en him in forlieder neamden. Noch noait hie er it iepenlik foar Jezus opnommen, mar nou koe er net langer swije en sei: ‘Is dat wol neffens de wet, dat jim in minske oardielje, ear't jim him sels heard ha?’

Mar sels dy fraech fan 'e âlde, wize learaer koene se net fordrage. Wie it nou al sa fier hinne, dat sels ien fan harren it foar dy forlieder opnaem? En bitter seine se tsjin Nicodemus: ‘Man, jo binne neat better as dy Nazarener; ûndersykje dochs en sjoch, dat der noait in profeet opstien is út Galiléa!’

En dêrmei riisden se oerein en gyngen lilk nei hûs. Hwat sin soe it hawwe en hâld de saek noch langer oan, as hja Jezus dochs net yn 'e macht hiene? As dy tsjinners har plicht dien hiene, dan stie er hjir nou foar har, in finzene mei de boeijen om.... Mar har ûre kaem noch wol en dan soene se him ûnbarmhertich straffe!

De Lamme fan Bethesda
199

Net fier fan 'e Skieppe-poarte to Jeruzalem wie doedestiids in fiver mei in great hûs derby, dat Bethesda hiet. Yn 'e fiif pyldergongen, flak by it spegeljende wetter, lei in great tal siken, lammen, blinen, kreupelen, to wachtsjen op it wûnder, dat har genêzing bringe soe. Hwant fan tiid ta tiid kaem it wetter fan 'e fiver sa mar yn biweging; dan sloegen de weagen mei gewelt tsjin de hege wâllen oan en de sike, dy't der dan it earst yn sprong - mar ek dy iene mar allinne! - waerd better, hwat syn kwael ek wêze mocht. De minsken fan Jeruzalem leauden fêst, dat der sokke tiden in ingel út 'e himel delkaem en dat dy it wetter biroere en dêr dy wûndere krêft yn

brocht. Dat de fiif sealen fan Bethesda leine altyd fol en al dy ûngelokkigen hopen, dat hja noch ris ien kear de earste wêze soene, dy't yn it wetter sprong.

Yn 'e tiid dat Jezus op it feest wie to Jeruzalem, lei der tusken al dy siken in man, dy't al acht en tritich jier lam west hie. Net altyd hie er dy freeslike kwael hawn: yn syn jonge jierren wie er soun en sterk en hiele nachten gyng er der op út mei wylde, fleurige maten; mar troch dat sûndich libben hie er in slimme sykte oproun en wie er alhiel forlamme. Al dy tiid, acht en tritich einleaze jierren, hie er op syn sliepmatte lein; noait koe er in stap forsette en as in lyts bern moast er holpen wurde. De maten fan froeger seagen al lang net mear nei him om, syn âlden wiene stoarn en oars hie er ek gjin famylje to Jeruzalem. Soms tocht er, dat gjin minske yn Gods wide wrâld sa iensum wie as hy en dat er noait wer better koe.

Doe hie er heard fan Bethesda, fan 'e ingel dy't út 'e himel delkaem en fan it wetter dat alle kwael genêze

koe. As dêr nou syn gelok noch ris lei! As er nou dochs noch ris better koe, as er nou dochs noch ris wer rinne mocht troch de âlde, bikende strjitten! As er noch ris de blide feesten mei fiere koe yn 'e timpel, noch ris ien kear dounsje, de nachts by it fakkelljocht! As er de eagen stiif ticht die, koe er it noch foar him krije, al dy blide dingen fan froeger, doe't er jong wie en soun en doe't er gyng hwer't er woe....

'Wolle jo soun wurde?'

Hy hie sa lang war dien, dat se him nei de fiver droegen en dat er in plakje krige yn ien fan 'e gongen, deun by it wetter en op 'e nij bloeide de hope op yn syn hert. Mar wer gyngen de wiken en de moannen foarby en soms waerd ien fan 'e siken better, mar noait wie hy de earste. Hoe soe er ek earst wêze, hy mei syn lamme skonken, as der safolle wiene, dy't rinne koene? Hy hie net ien dy't by him sitte koe to wachtsjen en dy't him nei it wetter drage koe, as de ingel kaem. As it net foroare, dan soe er hjir syn lêste libbensjierren slite, yn dizze selde pyldergong, op dizze selde matte. Bethesda! Hûs-fan-barmhertichheden, bitsjutte dat. In moaije namme, tocht er bitter; spitich, dat men der net mear fornaem fan Gods barmhertichheden!

Mar by al syn bitterens en syn ûngeduld bleau er dochs yn it hûs by de fiver. Hwer soe er oars ek al hinne? Der wie dochs gjin ien, dy't op him wachte of dy't wiis mei him wêze soe. En men koe it noait witte! En alle dagen weroan lei er dêr, de wurge eagen op it wetter, dat sa stil to blinken lei ûnder de blauwe loft.

* * *

Op in dei midden yn 'e feestwike seach er tusken al de bisikers in man yn in wite mantel, dy't er noch noait earder sjoen hie. Hy roun by de bêdden lâns en seach om him hinne, as socht er om ien. It soe in feestgonger wêze, dy't yn Jeruzalem kommen wie om Leafhutten to fieren en dy't nou in sike út 'e famylje opsocht. Yn elk gefal kaem er net om him! Hoe lang wie it nou al lyn, dat der ien om him west hie?

Sjoch, nou kaem er dochs op him ta en bleau by him stean! Fansels, hy soe him hwat freegje en dan gyng er wer fierder. Mar hwerom seach er him sa frjemd oan, sa bliid en dochs sa earnstich? Hwerom glimke er sa freonlik yn syn donker burd? En dêrmei bûgde de frjemdling oer syn bêd en frege: 'Wolle jo soun wurde?'

De lamme krige in kleur fan 'e blide skrik; syn hert bounze fûl; syn eagen blonken. Dus dan wie der dochs ien, dy't it om him bigreate en dy't him helpe woe. Mar dan wie dit syn lêste kâns om noch oait wer better to wurden. ‘Myn hear’, sei er stammerjend, ‘hoe soe ik net better wurde wolle, mar ik haw gjin ien om my yn 'e fiver to helpen as it wetter yn biweging komt en as ik der kom, is in oar my lang al foar.’ Mear doarst er net to sizzen, tsjin dizze man dy't er noch noait sjoen hie, mar it wie oft syn eagen fregen: Help jo my dan! Bliuw hjir by my, salang oan't it wetter wer biroere wurdt en draech my dan nei de fiver ta. It sil miskien net lang mear duorje; as God nou op it feest gjin ingel stjûrt, hwannear dan al?

Mar Jezus - hwant hy wie de frjemde bisiker yn syn wite mantel - wie net kommen om de lamme nei it wetter to dragen; hy hoegde net to wachtsjen op in ingel út 'e himel, hy koe mei ien wurd fan syn mûle de slimste kwael genêze. En hy woe it ek dwaen, sels al koe dizze man him net en al leaude er net yn syn wûndermacht en al hie er troch syn sûndich libben dizze sykte oan himsels to witen.

‘Gean oerein’, spriek er, ‘nim jins bêd op en wannelje!’ En daliks fielde de lamme, dat der hwat foroare yn syn sike lea: der kaem gefoel yn syn forlamme earmen en hy hie wer macht yn syn sloppe skonken. Hy wist noch net, hwa't dy frjemdling wie, mar hy wist wol, dat er in great profeet wêze moast. ‘Gean oerein’, hie er sein, en dat wie net in *wurd* allinne, mar hy hie hwat oan him *dien*; hy hie him genêzen. Syn matte moast er opnimme en wannelje. En foar de eagen fan 'e omstanners en fan 'e siken om him hinne, sprong er oerein en bûgde him oer de sliepmatte dêr't er sa lang op lein hie. It wie sabbat, mar dy profeet hie it sein en dy soe wol witte, hwer't it goed foar wie.

Doe't er wer oerein stie en om him hinne seach, wie Jezus der net mear. Spitich, nou koe er him net mear bitankje, mar it fornaemste wie, dat er better wie en wer rinne koe. Miskien trof er dy man noch wol yn 'e timpel. En moedich, mei greate stappen, roun er de smelle strjitten troch. It wie acht en tritich jier lyn, dat er roun hie, mar alles wie noch as by âlds: deselde nauwe stegen, deselde bline muorren, deselde winkels, deselde roken. O God, it wie noch moaijer as er al dy jierren tocht hie!

Doe hearde er yn iens in skille stim achter him: ‘Witte jo net, dat it sabbat is en dat it forbean is dat bêd to dragen?’ Mei in skok bleau er stean en seach om. In pear Farizeërs kamen op him ta en wonken, dat er mei komme moast. Dat sa'n man nou neat skromme en op ljochtskyndei mei in matte roun. Hwannear soe dit folk nou ris leare om de sabbat to hâlden? Sa wie it gjin wûnder dat God syn folk forliet en dat de Messias net komme koe! Mar hja soene it him foargoed ôfleare, dizze dryste wetsforbrekker.

De genêzene roun mei, de holle omleech, de skurve matte noch altyd ûnder de earm. Hy wie ek altyd ûngelokkich! Nou koe er foar it earst nei al dy jierren wer rinne en nou wie it daliks al wer mis! As se him nou yn it tichthús setten, dan wie er wer like fier! Hwerom hie dy profeet it him ek oplein? Hy hie dat ding ommers nei de sabbat wol ophelje kinnen!

Doe't hja him foar it forhoar namen, al dy strange mannen yn har deftige, bûnte mantels, fortelde er alles, dat der bard wie: dat er acht en tritich jier lein hie en dat er nou genêzen wie en dat dy profeet him oplein hie om it bêd to dragen. En it wie gjin gewoan man, dat soene se him meistimme moatte, oars hie er him net genêze kinnen; dat hy hie net wegerje doarst.

De hege hearen seagen elkoar oan. Fansels dy Nazarener wer! Dat sa'n man nou net ien dei wachtsje koe! En it alderslimste wie noch, dat er in oar oplei om 'e sabbat to brekken! Mar salang't hja gjin biwiis hiene, dat hy it wie, koene se him neat dwaen.

En strang seine se: ‘Gean hinne en sjoch út to finen, hwa't it wie, dy't tsjin dy sein hat: Nim dyn bêd op en wannelje. En ast' it wist, fortel it ús dan en dan sille wy mei him prate, mar sa net, dan komt it foar dyn forantwurding en silstû de straf drage moatte! Hwant dizze slimme sûnde is yn it iepenbier bard en dy moat soend wurde, oars soe om dyn kwea de flok komme oer Gods stêd.’

De genêzene gyng wer fierder, bliid dat er der noch sa goed ôfkommen wie. Hy naem him foar om goed om him hinne to sjen, oft er dy profeet noch treffe koe. Sa'n man, dy't sokke greate wûnders die, dy soe him hjir ek wol útrêdde. Yn elk gefal koe hysels de straf net drage, foar hwat dy oare him oplein hie.

Mar hoe't er ek socht yn 'e strjitten en op 'e pleinen, Jezus wie nearne to finen en op it lêst joech er de moed op en gyng nei de timpel. Der wiene nammers wol minder plakken, foar ien dy't fan sa'n kwael genêzen wie en dy't sa folle to tankjen hie....

* * *

Mar de Heare Jezus, dy't de herten fan 'e minsken ken en dy't wit hwat der yn har omgiet, achte de timpel nèt sa'n gaedlik plak foar dizze man, alteast net op it Leafhutte-feest, dêr't altyd gâns nije wyn as tankoffer brocht waerd. Dy't yn syn jeuchd in wylde bruijer west hie en dêrnei acht en tritich jier op bêd lein hie, koe maklik wer yn syn âlde sûnden falle.

Dat de Heare gyng nei it timpelplein, dêr't it fol minsken wie, en socht de genêzene op. ‘Myn freon’, sei er earnstich, ‘jo binne soun wurden, mar sûndigje net mear, dat

der jo net hwat slimmers oerkomt.’ En dêrmei roun er wer fierder en waerd op 'e nij wei tusken de minsken.

Forslein bleau de man dêr stean op it timpelplein. Hwa mocht dat dochs wol wêze, dat er him net allinne fan syn kwael ôfholpen hie, mar sels syn djipste gedachten wist? Der koe him noch hwat slimmers oerkomme, hie dy rabbi sein. Hy bidoelde fansels de ivige straf, as er wer op 'e nij yn syn âlde sûnde foel. De man hie gelyk, hy moast oppasse, oars kaem it net goed mei him.

En doe kaem it him yn it sin, dat er nou noch net wist hwa't dy man wie en hwêr't er wei kaem. Hy roun op 'e omstanners ta en frege: ‘Hwa is dy man, dy't my niist krektsa oanspriek?’ Hja seagen him forheard oan en seine: ‘Mar witte jo dat dan net? Dat is Jezus, de rabbi fan Nazareth, dy't yn Galiléa sa folle wûnders dien hat.’

En doe sette er op 'e nij de stap der yn en gyng nei de Joaden om har to fortellen, hwa't it wie dy't him genêzen hie. De hege hearen hearden der neat net nij by op, mar hja wiene bliid, dat hja nou wissichheit hiene en dizze kear makken se der daliks wurk fan. Nou soe er har net wer ûntkomme, dy Nazarener en hja lieten him ophelje en namen him foar it forhoar. Hy soe wol bang wêze, tochten se, nou't se biwiis hiene, dat er willemoeds de sabbat briek.

Mar de Heare Jezus wie net bang, doe't er foar har stie en hja him rekkenskip fregen. Hy wie ek net fan doel om mei har to striden oer de kwesje oft er in sike better meitsje mocht op 'e sabbat en oft it kwea wie op 'e rêstdei in bêd to dragen: it roun nei de ein mei syn wurk en it waerd tiid dat er him iepenbiere as de Messias. ‘Ik haw wurke op 'e sabbat’, spriek er, ‘mar ik haw it rjocht dêrta, hwant myn Heit wurket oan't nou ta en ik wurkje ek. Wiswier, wiswier siz ik jimme, dat ik dizze dingen net út mysels dien haw, mar de Heit yn 'e himel leit se my op en ik sil noch greater

wurken dwaen. Hwant lyk as Hy de deaden opwekket, sa sil ik ek in kear de deaden opweitsje. Forwûnderje jimme net oer hwat ik siz, hwant der komt in ûre, dat allegearre dy't yn 'e grêven binne, myn stimme hearre sille, en hja sille útgean, dy't it goede dien hawwe ta de opstanning fan it libben en dy't it kweade dien ha, ta it ivich fordjer.'

De Farizeën wiene alhiel forgrime. Dit wie helte slimmer as dy genêzing op 'e sabbat en it dragen fan in bêd; dit wie net oars as godslastering. Nou stie it to-minsten fêst, dat dy Galiléer de dea skuldich wie. En ûnder elkoar bigounen se to rieplachtsjen, hoe't hja him it bêst foroardielje en deadzje koene.

De Heare wist wol, hwat hja foar hiene, mar syn ûre wie noch net kommen en jitris naem er it wurd op. 'Jim leauwe my net en wolle net oannimme dat ik fan God bin en dat Hy myn heit is. As ik it sels allinne mar sei, dan hoegden jim my ek net to leauwen, mar ik sil twa neame dy't fan my sein hawwe dat ik ût God bin en jimme witte dat yn 'e mûle fan twa tsjûgen alle saek fêststean sil. Nou dan: Johannes hat fan my tsjûge en jim kinne it witte, hwant jim hawwe sels boaden nei de Jordaen stjûrd. Mar de twadde dy't fan my tsjûge hat is Godsels, mar dat hawwe jim net heard, hwant jim leauwe Him net en hawwe syn wurd net yn jim.

Wis, jimme ûndersykje de Skriften en miene dat jim sadwaende it ivich libben hawwe sille, mar ek de Skriften wize nei my en ta my wolle jim net komme om it ivige libben to hawwen. Sa is it dan de Skrift sels, dy't jimme forwerpe, jimme, dy't al jim hope op Mozes sette. Mar ik siz jimme, ien kear as jim stean sille foar Gods rjochterstoel, sil Mozes sels opstean en jimme biskuldigje by myn Heit. Hwant jim leauwe Mozes net en dêrom kinne jim my net leauwe.'

Ek nei dizze rede fan Jezus doarsten se him noch net foroardielje; har grime en haet wiene greaternôch, mar hy liet har net ta om de hannen oan him to slaen. Ien kear soe er him oan har oerjaen, mar dan op syn tiid en op 'e ûre, dy't syn Heit der foar ornearre hie. En út 'e rjochtseal gyng er de stêd wer yn en nei de timpel.

Bern fan Satan
200

It wie de lêste deis fan it feest en wer stie de Heare Jezus op it folle timpelplein, midden tusken de minsken, dy't fol oandacht nei syn wurden harken. Der wiene dizze kear forskate by, dy't him net fijannich wiene en dy't leauden, dat er in goed en great profeet wie, mar hwat er yn wierheit wie: de Soan fan God en Israëls Messias, né, dat seagen se dochs net yn him. As er nou ris in machtich teken dien hie, of as er har oproppen hie ta de striid tsjin de Romeinen, dan soene se him folge hawwe, mar dat die er net. It wie him net to dwaen om eare en gunst fan 'e minsken, en dêrom mijde er har net en sei er har de wierheit oan, ek al koene se dy net fordrage.

Hy wiisde der har mei klam op, dat hja yn him leauwe moasten, hwant dat by him allinne de wierheit wie, dy't har frij meitsje soe. En op dat lêste wurd gyngen de Joaden yn; hja fregen oft hja dan gjin bern fan Abraham wiene en dy wiene dochs frij? Hoe koe hy dan sizze, dat hja noch frij wurde moasten?

Jezus antwurde: 'Ik bidoel net, dat jim slaven binne en it eigendom fan in minske, mar jim binne net frij, om't jim slaef binne fan 'e sûnde. Jim hawwe lêzen fan Ismaël, dy't wol yn 'e tinte fan Abraham wenne, mar dêr net bliuwe koe, om't er de soan wie fan in slavin; allinne Izaäk, de echte soan, koe altyd bliuwe yn syn heite hûs. Sa bin ik ek de Soan fan God, mar jimme binne slaven en jim kinne net bliuwe, as ik jim net frij meitsje. Ik wit wol, dat jim fan Abraham ôfstamme, mar jim dogge der net

neffens, hwant jim wolle my deadzje. Ik sprek hwat ik sjoen haw by *myn* Heit, en sa dogge jimme de dingen, dy't jim sjoen hawwe by *jimme* heit.'

En wer seine se greatsk: 'Abraham is ús heit!' mar Jezus antwurde skerp: 'Jim wolle my deadzje, allinne om't ik jimme de wierheit siz; soks die Abraham net. Dat is biwiis genôch, dat Abraham jimme heit net is.'

De Heare Jezus woe har fansels net ûntstride, dat hja echte Joaden wiene; hy bidoelde, dat hja yn it geastlike gjin bern fan Abraham wiene en net libben út syn machtich leauwe. Mar dat bigriepen se net en hja waerden lilk en seine húnjend: 'Wy *hawwe* to-minsten in heit, mar hwa is *jins* heit, hwant wy witte, dat Jozef jins echte heit net is.'

Dat lasterjend wurd die Jezus wol tige sear, mar hy woe dochs noch fierder mei har prate, ek al wist er yn it foar, dat hja net om sizzen jaen soene. Strang spriek er: 'Jimme miene, omdat jim fan Abraham ôfstamme, dat God jimme heit is, mar as dat sa wie,

soene jim yn my leauwe, hwant ik bin fan God útstjûrd. Mar nou leauwe jim net yn my, hwant jim hawwe de duvel ta in heit en dy is in leagener en de heit fan 'e leagen.'

De Joaden wisten net hwat hja antwurdzje soene op dat skriklik wurd en yn har wylde grime bigounen se to skellen. 'Wy hawwe lang al sein, dat jo in Samaritaen binne en in démon hawwe, mar nou sjogge wy, dat it ek wier is.'

Jezus antwurde: 'Ik haw gjin kweageast en jimme ûntearje my mei sok sizzen. Mar ek dizze hún wol ik drage, hwant ik sykje myn eigen eare net. God sels, dy sil foar my opkomme en jim oardielje. Ik sil jimme net straffe, mar ik sil it ivich libben jaen elk dy't yn my leaut. Wiswier, wiswier siz ik jimme: as immen myn wurd oannimt, gjin dea sil er sjen yn ivichheit.'

Forheftich seine de Joaden: 'Mar nou witte wy, dat jo in kweageast hawwe. Abraham is stoarn en alle profeten en jo sizze: As immen myn wurd biwarret, dy sil de dea net smeitsje yn ivichheit. Binne jo dan faeks mear as Abraham en de profeten? Hwat miene jo dat jo binne?'

En noch woe Jezus har antwurdzje. 'Ja', spriek er, 'ik bin mear as alle profeten en mear as Abraham. As *ik* dat fan mysels sei, dan soe it net wier wêze en hoegden jim it net to leauwen, mar nou hat de Heit it fan my sein, dêr't jimme fan sizze: Hy is ús God. Mar ek de Skriften tsjûgje fan my. Abraham, jimme heit, hat jubele en him forblide, om't er myn dei sjen mocht.'

De Joaden seagen him forheard oan. Jezus bidoelde, dat Abraham, doe't er syn soan krige, net allinne bliid wie om Izaäk, mar yn dy soan fan 'e bilofte ek om de Kristus, dy't út him berne wurde soe, mar dat bigriepen se net. En spottend seine se: 'Jo binne noch gjin fyftich jier âld en hawwe jo Abraham sjoen?'

De Heare Jezus antwurde earnstich: 'Wiswier, wiswier, siz ik jimme, ear't Abraham berne waerd, bin ik.'

En doe koene de Joaden it net langer úthâlde. 'Ear't Abraham wie, bin ik.' Dat koe mar ien ding bitsjutte: hy miende dat er de Soan fan God, dat er sels God wie! Hja seagen om har hinne, om wapens, dêr't se him mei deadzje koene. Flakby stie gâns stien opsteapele ta de bou fan 'e timpel, dy't noch altyd troch gyng. Hastich gyngen se der op ta. Nou soene se dan ris sjen, oft dy forlieder it ivich libben hie....

Doe't hja weromkamen, de stiennen yn 'e fûst, wie Jezus der al net mear en hja doarsten him net to folgjen.

De bline by de Timpelpoarte
201

Doe't hja by de bûtenpoarte kamen, nei dy flecht út 'e timpel, seagen de discipelen in bline sitten, dy't de hân ophâldde en om in jelmis frege. Hja koene him wol, hwant hy siet dêr alle dagen op itselde plak en hja wisten, dat er altyd al blyn west hie. It moast wol freeslik wêze, net sjen to kinnen, mar der wie har altyd leard, dat men net oan sokke gedachten ta-jaen mocht. Men moast der jin net ynjaen, hwat sa'n man misse moast; it wie better dat men oan God tocht, dy't rjochtfeardich is en de sûnders straft. Dizze man wie blyn to wrâld kommen, mar it wie fortsjinne. Hwant ien fan beiden: syn âlden hiene slimme sûnden dien en wiene dêr foar straft mei in bline soan, òf God wist dat hysels letter sûndigje soe en hie him de straf yn it foar biskikt. It koe ek net oars, hwant men mocht dochs net oannimme dat God sa'n swiere straf sûnder reden oplei!

Mar doe't hja seagen dat ek Jezus stean bleau en dat er fol meilijen nei de bline seach, doe bigounen se to twiveljen, oft hy it wol iens wêze soe mei hwat de Farizeën learden. Hy wie sa goed en sa barmhertich en hy frege noait, as er siken better makke, hwat hja dien hiene, mar allinne oft se yn him leauden.

‘Rabbi’, fregen se, ‘hwa hat nou in slimme sûnde dien, dizze man of syn âlden, dat er blyn berne is?’

Jezus antwurde: ‘Jim binne mis! It is net om syn eigen sûnden, dat er blyn is en ek net om it kwea dat syn âlden dien ha, mar dit is him oerkommen omdat jim hjoed Gods greate wurken sjen moatte. Ik bin it Ljocht fan 'e wrâld en ik sil him de eagen iepenje, dat alle minsken witte meije, hwa't ik bin.’

En wylst de discipelen dat wurd yn har delgean lieten, seagen se hoe't Jezus op 'e bline tagyng, hoe't er spei op 'e groun en it slyk op 'e eagen fan 'e bline striek. ‘Gean hinne’, sei er, ‘en waskje dy yn 'e fiver fan Siloäm.’ Doe, sûnder in wurd mear to sizzen, wonk er en gyng er har foar, de stêd yn.

* * *

By de timpelpoarte bleau de bline achter, it plak-

kend sân op syn deade eagen en bisocht mei himsels yn it lyk to kommen. Soe er dwaen, hwat dy ûnbikende sein hie, of net? Der waerd altyd sein, dat it wetter fan Siloäm, dat út 'e timpelberch ûntsprong, kwalen genêze koe, mar hy hie noch noait heard, dat ek blinen der baet by founen, lit stean dan ien dy't blyn berne wie. En dan dat slyk op syn eagen, hwat hâldde dat yn? Dy't him it gesicht jaen soe, smarde dy him ynpleats de eagen ticht? It wie allegearre sa frjemd, sa ûnbigryplik.

‘Gean hinne en waskje dy yn 'e fiver fan Siloäm.’

Mar hwat hindere it ek, dat er alles net bigripe koe, as it dochs wier wie, hwat dy man sei? Hy hie noch noait in lûd heard, dat him sa djip rekke hie, dat sa mei macht wie, as dizze ûnbikende stim. Dit wie gjin wûnderdokter, lyk as men se hearre koe op pleinen en merken, dit wie in man, dêr't men op oan koe. Hy *soe* hinnegean en him waskje en sjen lyk as oare minsken.

Der wiene stimmen tichteby en it lûd fan stappen. ‘Siz my’, sei er, ‘hwa wie dy man, dy't niist by my stie en slyk op myn eagen striek?’ It die him gjin nij, dat hja seine dat it in rabbi wie, in man dy't yn Galiléa greate wûnders dien hie. Hwat hja der mear by fortelden, dat dy rabbi soms frjemde dingen learde en dat er it net sa krekt naem mei de sabbat, dêr sloech er gjin acht op. Hy soe him de eagen iepenje, dat leaude er fêst en al dat oare wie fan gjin bilang. Hy stiek de earmen út en frege: ‘Hwa wol my nei Siloäm bringe?’ In stevige hân knypte om syn pols, in freonlike stim sei: ‘Kom mar, ik bring der jo wol.’

Hja rounen sa hurd as hja koene oer de ûnsljochte strjitten en seine net folle. De bline tocht oan ien wei oer it wûnder dat barre soe. Hy koe hearre, skerper en better as oare minsken en taeste mei syn fingers, mar nou soe er sjen en hwat dat wie, dat wist er net. Sjen wie sels al in wûnder. Mei twa eagen seach men huzen, strjitten, in hiele stêd; mei twa soune eagen koe men wurkje, de kost fortsjinje, gean dêr't men woe. It wie, as soe syn libben nij bigjinne. ‘Binne wy der noch net?’ frege er.

* * *

Op 'e knibbels lei er oan 'e kant fan it wetter en wosk it slyk fan syn eagen ôf. Fan 'e fûle spanning trillen de hannen him. Stadich die er de eagen iepen, al wider! O God fan Israël, it wie sa, hy koe sjen. Hy seach oer it spegeljend wetter, nei de donkere rotsen, nei de wite huzen fan Jeruzalem, nei de timpel, dy't fan goud en marmer blonk en doe nei de blauwe loft, dy't oer alles hinne bôge. Hy dronk alles yn, foarmen en kleuren en sunich neamde er de namme fan al dy dingen, dy't er

lang al witten en noch noait sjoen hie; hy tocht oan Adam yn it paradys, dy't de dieren nammen joech.

Hwat haw ik hwat mist, tocht er, mar dat wie net goed, sokke gedachten; it wie ûntankber. Hwat wie dit in rykdom! As nou dy rabbi hjir wie, hwat soe er him bitankje. Mar hy koe him net ienris, sels al soe er him tsjin komme op 'e strjitte. Allinne syn stim, dy forgeat er net wer. ‘Gean hinne en waskje dy yn 'e fiver fan Siloäm.’ It wie krekt as yn it forhael fan Naäman, dy't him waskje moast yn 'e Jordaen. En dizze rabbi út Galiléa wie net minder as Elisa. In great profeet moast er wêze.

Hy wist net hoe lang't er dêr stien hie, oan 'e kant fan 'e fiver, mar ynienen bitocht er him, dat er nei hûs moast, nei syn âlden. Nou earst, nou't er wie as alle oare minsken, bigriep er hwat hja om him lit hiene. Syn hert sloech fûl, doe't er de keamer ynkaem; syn lûd wie heas fan blydskip, doe't er sei: ‘Ik kin sjen!’ Hy seach noch hoe't de âlde minsken de hannen omheech sloegen fan 'e blide skrik, doe rounen syn eagen fol triennen en seach er neat mear....

* * *

Yn koarte wurden hie er alles forteld; hoe bliid er wie en hoe tankber, dat koe er dochs net sizze. Doe't er de namme Jezus neamde, wiene de âlde minsken suver kjel wurden: dat koe gjin ien oars wêze as dy rabbi út Nazareth, dêr't foar warskôge wie yn 'e synagoge. Hja hiene har neat skine litten, de jonge wie sa bliid en tankber en it wie ek moai, mar as hjir mar neat achterwei kaem. It wie altyd oppassen mei sokke hege hearen en der wie ôflêzen dat elk, dy't sizze doarst dat Jezus de Kristus wie, út 'e synagoge band wurde soe - en dat wie net bêst! Dan mocht

men noait mear yn 'e synagoge komme en koe men noait de Skrift mear lêzen hearre, men wie ôfsnien fan 'e gemeente en net langer in soan fan Israël. As er him nou mar net forpraette: hy koe sa skerp wêze bytiden en der wiene altyd wol minsken dy't soks oanbrochten.

En wilens stie har soan bûtendoar yn in rounte fan buorlju en kunde en der kamen aloan mear by, hwant der wiene gâns minsken dy't him koene, om't er altyd by de timpeldoar siet. It joech in hiele drokte yn 'e stille strjitte en de minsken koene it hast net leauwe, dat er nou alles sjen koe en dat gjin ien him mear hoegde to helpen. De neiste buorlju, dy't him goed koene, wiene tige bliid, mar oaren seine: ‘Dit is de man net, dy't yn 'e timpel siet; hy liket der allinne mar op.’ Hy lake bliid. It wie gjin wûnder dat se him net mear koene: syn hiele gesicht wie der fan foroare.

Doe kamen der in pear Farizeërs by en fregen hwat der oan wie en hy fortelde it jitris, jubeljend hast. Hy tocht dat de hiele stêd mei him bliid wêze soe, mar de fromme mannen laken net. Dus sa wie it gien. Mar hiene se it goed bigrepen, dat it dyselde deis bard wie? ‘Wis al’, sei er, ‘it wie hjoed; dit is de earste dei fan myn libben dat ik sjen kin.’ De beide mannen skodhollen. Mar dan wie it op 'e sabbat bard en dat wie in great kwea. Hja koene der ynkomme, dat hy der sa gau net by tocht hie, mar dy rabbi hie wizer wêze moatten. En as it nou de earste kear west hie, mar de foarige sabbat hie er in lamme genêzen. Dy man die it der om, dat dit koene se net gewurde litte! Der siet neat oars op, mar hy moast mei nei it Sanhedrin en sizze, hoe't alles ta gien wie.

De genêzene wist net hwat er hearde. It lei him op 'e lippen om to sizzen: Ik wol net, mar hy tocht oan syn âlden en dat der fêst drokte fan komme soe, as er wegere. Mar as hja mienden dat er kwea fan Jezus sizze soe, dan wiene se fier mis. En hwerom wie dat nou sa slim, dat dy man him op 'e sabbat holpen hie? Hie er dan faeks noch net langernôch blyn west?

‘Hwer is dy minske hinnegien?’ fregen se.

‘Ik wit it net’, sei er koart. En as er it al witten hie, hie er it har noch net sein. Doe roun er mei har nei de rjochtseal; it wie oft der in donker skaed foel oer de feestlike dei.

* * *

Hwa't foar it Sanhedrin, de heechste rjochtbank yn Israël forskine moast, hearde dêr to stean mei de holle foardel en de eagen démoedich nei de groun. Sa wie it foarskreaun, mar dizze bidler hie gjin démoedich aerd en bûtendat wist er dat er ûnskuldich wie. Dat hy stie dêr, rjocht en moedich, en seach de hege hearen lyk yn 'e eagen.

Doe't it forhoar bigoun fortelde er koart en klear, hwat der bard wie dy moarns en hy forwachte hast, dat hja lilk wurde soene en him forwiten dwaen. Mar it die ynpleats bliken, dat hja itsels net iens wiene ûnderinoar, foaral de partij fan 'e Farizeën net. De iene helt wie fan bitinken, dat Jezus net út God wêze koe, hwant hy briek de sabbat en de oaren hâldden fol, dat er al út God wêze moast, oars koe er sokke tekens dochs net dwaen. It waerd in hiele striid yninoar om en de genêzene formakke der him yn stilte om. Mar doe't hja op it lêst wer mei him bigounen en him fregen, hwat hy dan fan dy minske tocht, sei er sûnder bitinken: ‘Hy is in profeet.’ Dêr koene se doe net folle mear fan sizze en hja seine, dat er yn in oar fortrek wachtsje moast; as it nedich wie, soene se him der wol wer ynroppe.

Mar ek doe't de man bûten de rjochtseal wie, koene de Farizeërs it net iens wurde: beide partijen hâldden har ein fêst en hja koene der mei gjin mooglikheit útkomme. Doe lykwols kaem der ien fan 'e wize mannen op it idé, dat de saek better ûndersocht

wurde moast. Hja namen nou fuortendaliks mar oan, dat dy Nazarener in great wûnder dien hie, mar as alles nou ris bidroch wie? Sokke bidlers koe men lang altyd net op oan en dy Jezus koe wol mei yn it komplot west ha en as dat sa wie, dan wie der hielendal gjin wûnder bard. Yn elk gefal moasten se earst wissichheit hawwe en dat koe it bêste as hja syn âlden komme lieten en dy fregen. En sa waerd doe bisletten.

De âlde minsken stiene suver to triljen foar har strange rjochters. Hja hiene der al bang foar west, dat der soks fan komme soe en nou wie it al sa! Nou kaem it der mar op oan, dat hja net tofolle seine en har net forpraetten.

Efter de lange tafel riisde de foarsitter oerein en frege: ‘Is dit jimme soan, dêr't jim fan sizze, dat er blyn to wrâld kommen is? Mar as er altyd blyn west hat, hoe kin er dan nou sjen?’

De âlde minsken antwurden: ‘Wy witte dat dit ús soan is, en wy witte, dat er blyn berne is, mar hoe't er nou sjen kin, dêr kinne wy gjin forklearring fan jaen. Mar de hearen hawwe him hjir ommers, dat hja kinne himsels wol freegje; hy hat de jierren en kin syn wurd wol dwaen.’

En dêrmei wiene de Farizeën wer like fier as by it bigjin: der wie in wûnder bard, der wie wurk dien op 'e sabbat en it rjocht moast fuortgong hawwe. Hja soene dy bidler jitris roppe moatte en der noch ris better op yn freegje. It koe fansels ek wêze dat dy rabbi it wûnder net dien hie, mar dat it fan it wetter út 'e timpelberch kaem. As hja him sa fier krije koene, dat er *dat* forklearre, dan wie der al gâns woun.

En wer stie er foar syn rjochters, de man dy't blyn west hie; it wie him oan to sjen, dat er der net démoediger op wurden wie, dat lange wachtersskoft.

Suver daegjend stie er dêr en wachte op 'e earste fraech.

De foarsitter kaem der net ûnhandich mei oan en, suver freonlik sei er: ‘Wy hawwe jins âlden heard en it is ús dúdlik wurden, dat der mei jo in great wûnder bard is. Nou is it de fraech mar, hwa komt de eare ta: dy man út Nazareth of de Hillige God. Wy witte lykwols dat dy minske in sûnder is, dat dy kin it net dien hawwe; mar dan moat God jo genêzen hawwe troch de krêft fan it wetter út 'e fiver, dat as jo dat nou ek forklearje woene en jo joegen God de eare....’

De genêzene bigriep mar al to goed hwer't hja op út woene, mar hy tocht der net oer om har to wille to wêzen. Dy rabbi en oars gjin ien hie him genêzen en dêr bleau er by! En koppich sei er: ‘Oft dy man in sûnder is, wit ik net; ien ding wit ik: dat ik blyn wie en dat ik nou sjoch.’

It wie dúdlik, dat dizze earme bidler net dwaen woe, hwat hja fregen en daliks sloech de stimming om. Strang seine se: ‘Mar siz ús dan hwat er dy dien hat en hoe't er dy de eagen iepene hat. Allinne as wy alles witte, kinne wy rjochtsprekke.’

Mar de genêzene wie nou oan 'e ein fan syn geduld en hy wie net fan doel om it har jitris to fortellen. Hja koene ommers dochs gjin goed fan Jezus hearre en hy koe gjin kwea fan him sizze! Hoe mear hja dy rabbi leech leine, hoe greater syn leafde en tankberens waerd! En skerp en spottend sei er: ‘Mar dat haw ik ommers al sein en jim harken der net iens nei. Hwerom wolle jim it noch ris wer hearre, of wolle jim miskien ek syn learlingen wurde en ek sokke tekens dwaen?’

It waerd in wyld trelit yn 'e rjochtseal en hja sprongen oerein en bigounen to skellen. ‘Dû bist in learling fan dy forlieder’, húnden se, ‘mar wy binne learlingen fan Mozes. Mozes, dy wie út God en God hat mei him sprutsen, mar hwer't dizze wei is, dat witte wy net!’

De genêzene bleau ek nou it antwurd net skuldich. It wie him forgetten, dat er forsichtich wêze moast en dat it Sanhedrin him gâns kwea dwaen koe; hy tocht net ienris mear om syn heit en mem, dy't it miskien mei bilije moasten en hy sei rjochtút hwat er fan har tocht. Nou wie er gjin bidler mear, dy't de hân ophâlde moast en démoedich ‘tankje’ sizze, nou wie er in strider foar de eare fan Jezus, fan dy rabbi, dy't er noch noait sjoen hie en dy't er dochs leaf hie en dêr't er alles foar oer hie.

‘Dat is sa’, sei er mei flymjende spot, ‘jimme witte net, hwer't er wei is, hoewol't er my de eagen iepene hat en dat is in biwiis, dat jim neat witte fan God. Fan âlde tiden ôf hat men der net fan heard, dat immen dy't blyn berne waerd, de eagen iepene waerden en dy't dat docht, dy moat út God wêze. Mar jim binne sels net út God en dêrom leauwe jim it net fan him!’

Doe briek har grime los en hja raesden: ‘Dû bist hielendal yn sûnde berne en soestû it better witte as wy? Fan dizze ûre ôf bistû gjin lid mear fan 'e gemeente en bistû út 'e synagoge wurpen.’ En op datselde stuit namen se in bislút en diene se him yn 'e ban.

* * *

Doe't er nei hûs roun, dy wûndere sabbat, moast er iderkear tinke oan hwat der bard wie. It wie sa moai bigoun en hy hie sa wûndere bliid west, doe't dêr by de fiver it ljocht yn syn deade eagen kaem, en nou wie alles somber en tsjuster. Dat er nou dizze earste dei syn âlden al sa'n great fortriet dwaen moast. Hie er dan wier to folle sein? Hie er har sin dwaen moatten en Jezus de eare ûntkeare, dy't him takaem?

Mar né, dat wie gjin fraech. Hy stie foar de kar: de Farizeërs of de rabbi fan Nazareth, de leagen of de wierheit en hy hie de goede kar dien. As er der jitris sa foar kaem to stean, soe er it net oars dwaen! Allinne ien ding soe er wol graech

wolle: dat er dy rabbi noch ris ien kear treffe mocht. Hwat soe it moai wêze as er him alles fortelle koe en him freegje, hwat er nou fierder dwaen moast....

En doe, krekt doe't er oan him tocht, seach er Jezus op him takommen. Hy kaem de strjitte lâns, rjocht op him ta, net oars as woe er him to wurd.... De genêzene bleau stean en wachte; syn eagen blonken fan in greate blydskip. Dit wie gjin tafal, dat hja elkoar hjir troffen: de rabbi hie him socht en kaem om him to treasten. Soe er it al witte, dat er út 'e synagoge band wie?

De Heare hie alles al heard en hy wist dat de genêzene nou syn treast fan neden hie. Hy praette net oer hwat de Farizeën him oandien hiene; hy hie hwat foar dizze bidler, dat mear wie as in ierdske treast.

‘Leaustû yn 'e Soan fan God?’ frege er.

De genêzene antwurde: ‘Hwa is it Heare, dat ik yn him leauwe mei?’

Jezus spriek: ‘Dû hast him al sjoen; dy't mei dy sprekt, dy is it.’

It wie de man, oft him op 'e nij de eagen iepen gyngen. Nou wist er, dat dizze rabbi mear wie as in profeet, mear as Mozes en as Elia; nou leaude er, dat er de Kristus wie, Gods eigen Soan. En wylst er him falle liet oan Jezus' fuotten, bigoun er bliid him to oanbidden.

Doe't er alles sein hie hwat it hert him opjoech, alle wurden fan hulde en oanbidding, dy't er bitinke koe, riisde er oerein en gyng syn wegen. Hy wie net drôvich mear; it spiet him net mear, dat er út de synagoge band wie, dat de Farizeën him gram wiene.

dat er gjin diel mear hie oan 'e timpel, oan syn folk, oan 'e offertsjinst: hy hie hwat foun dat mear wie as dy goede dingen, hy wie fan Kristus en dy soe him alles jaen.

* * *

Jezus stie noch op itselde plak, dêr't er de genêzene foun hie, mar hy wie al net mear allinnich: de discipelen stiene wer om him hinne en gâns oare minsken en sels in mannich Farizeën stiene der by. Hja hiene heard, hwat de genêzene sein hie en dêrom spriek Jezus har jitris oan. ‘Ta in oardiel bin ik kommen yn dizze wrâld, dat hja dy't net sjogge sjende wurde en dat blyn wurd elk dy't sjocht.’

Ien fan 'e Farizeën sei bitter: ‘Bidoele jo, dat wy ek blyn binne?’ Jezus antwurde: ‘As jim mar wêze woene, dat jim blyn binne, dan soene jim ta my komme en ik soe jim de eagen iepenje en jimme sûnden forjaen. Mar nou't jim miene dat jim sjogge, nou is der gjin genêzing en jimme sûnde bliuwt.’

Rebellen en Boargers
202

Op 'e hillige berch Sion, flak njonken de timpel, stie in sterk kastiel, de Antonia-Stins, dêr't altyd troch in sterke ôfdieling soldaten lei. Foaral by de hege feesten, as Jeruzalem fol Galiléers wie, koe der maklik in oproer losbrekke en sokke tiden wiene de Romeinen tige op har hoede. De lânfâld, Pontius Pilatus kaem sels yn 'e stêd en syn soldaten hâldden strange wacht. Heech op 'e muorre fan 'e Stins stie dei en nacht in soldaet en der koe neat bysûnders barre op it folle timpelplein, of hy sloech alarm. Dan stoarme, gjin fiif menuten letter, de hiele wacht by de smelle treppen del en sloech der op mei de hurde kneppels. Dêr koe it dan meastentiids wol mei ta, mar as de rebellen gjin bilies joegen, namen de soldaten it skerpe swurd en mijden neat mear; hwat har foar de fuotten kaem, houden se del en soms foelen der deaden....

* * *

Ek op dit Leafhutte-feest broeide der hwat by de Seloten út Galiléa en om't de Heare Jezus net bihelle wurde woe yn har dryste plannen, wie er net mei de greate karavaen nei Jeruzalem tein, mar yn alle stilte troch de stêdden fan Samaria en sa wie er ek wer fuortgien.

De oanfal wie der like goed om troch gien, mar ek dizze kear wiene de Romeinen fanwegen kommen. Al fjochtsjend hiene de rebellen de wyk nommen nei it Binnen-Foarhôf, dêr't de preesters drok dwaende wiene om de offerdieren to slachtsjen en dêr't gjin heiden komme mocht. De soldaten steurden har lykwols net oan 'e wet en flak by it alter houden se de Galiléers del, dat har bloed gearroun mei it bloed fan 'e offerkij.

De mislearre oanfal hie in hiele opskuor jown yn 'e stêd en dagen oanien hiene de minsken oars gjin praet. Net, dat hja sa folle meilijen hiene mei de minsken, dy't sa raer oan 'e ein kommen wiene; sok rûch Selotefolk wie net folle oan forlern, tochten se, mar dat it offerbloed ûnthillige wie en gjin krêft mear dwaen koe, dat wie wol slim! Hwat diene dy Seloten ek to fjochtsjen by it alter? It wie gjin wûnder, dat de Hillige God har gram wie en dat har oanslach mislearre wie; soks koe ommers gjin seine op rêste!

* * *

It wie al gâns in tiid letter en Jezus wie al wer yn Galiléa, doe't in pear reizgers him alles fortelden, dat der yn 'e timpel bard wie. Hja seine it der net by, mar de Heare hearde wol oan har menear fan fortellen, dat dizze minsken tige út 'e hichte op dy rebellen delseagen. Dat moasten dochs wol greate sûnders west ha, oars soe God har net sa'n wrede dea stjerre litten ha. It wie krekt deselde riddenearring as fan 'e discipelen, doe't hja de bline bidler seagen by de timpelpoarte. En ek dizze kear warskôge de Heare tsjin dy forkearde, hurde lear.

‘Tochten jim, dat dy Galiléers greater sûnders wiene as alle oare Galiléers, om't dat harren oerkommen is? Of dy achttjin mânlju út Jeruzalem, dy't dearekke binne, doe't de toer fan Siloäm ynfoel, miene jim, dat dat greater sûnders wiene, as alle oare boargers fan Jeruzalem? Né, siz ik jimme, dizze rebellen wiene neat minder as jim en as dit folk fan Israël him net bikeart, dan sille jim allegearre krekt sa'n wrede dea stjerre.’

De minsken om Jezus hinne hiene dit earnstich wurd wol forstien, mar it gyng net goed yn har del en hja fielden net, dat hja har foroarje moasten. Dat koe dochs net, dat hja like sûndich wiene as dy rûge Seloten, en dat hja ek falle soene ûnder it swurd fan 'e heidenen? Rebellen en fromme boargers, wie dat dan by God gelyk? Hja leauden it net, al sei dy rabbi it

ek noch sa faek! Mar hoe soe er ek witte kinne hoe goddeleas dy Seloten wiene, as er sels mei tolgearders en sûnders iet?

De Heare Jezus wist wol, hwat der yn har omgie, en dat hja syn wurden net oannimme woene. Hy wist ek, dat it hiele folk fan Israël net nei him harkje woe en dat, gjin fjirtich jier letter, it oardiel komme soe oer lân en stêd en timpel. Om har noch ien kear goed to warskôgjen fortelde er in koarte gelikenis, dy't sloech op it hiele folk en op it wankend oardiel.

* * *

In wynboer earne hie midden yn syn wynberch in figebeam, dy't er sels plante hie en dêr't er in sin by hie. Doe't it de tiid wie, dat de beam drage moast, kaem er sels om de ripe fruchten ôf to sykjen ûnder it tichte blêd. Dat jier lykwols siet der neat oan en it twadde en tredde jier joech de figebeam noch gjin frucht. Doe sei er tsjin de hofker, dy't it tún birêdde: ‘Roegje dy beam út, hwant net allinne, dat er gjin nut docht, mar hy makket ek forgees de groun ûnfruchtber.’ Mar it bigreate de hofker om de skoandere beam en hy sei: ‘Hear, lit him dit jier noch stean en ik sil de groun der om hinne los meitsje en him dong jaen en hwa wit sil er dan takomme jier gjin frucht jaen. En sa net - dan kinne wy him altyd noch útroegje.’

It wie net swier to bigripen, hwat Jezus bidoelde mei dizze gelikenis; de wynberch wie de wide wrâld en de figebeam stelde Israël foar, it folk dêr't God de Heare in sin by hie. Mar al wie it wier, dat it folk fan Abraham fan God útkard wie en dat Er oan dat folk de Kristus jown hie, as hja har net bikearden en de Soan fan God net oannamen, dan soe Israël ûndergean en soe er Syn genede oan oare folken jaen. Noch hiene se de tiid, noch koene se har foroarje, mar de tiid dreau en de ûre wie nei oan, dat hja de kar dwaen moasten.

De omstanners moatte it wurd fan Jezus wol bigrepen hawwe, mar it taeste har wer net yn it hert en hja libben mar fuort yn har âlde sûnden.

De brede en de smelle doar
203

It wie om dizze selde tiid, dat immen by Jezus kaem en frege: ‘Heare, binne der mar in bytsje minsken, dy't bihâlden wurde?’ De man dy't dizze fraech die, seach fêst tige heech by Jezus op; hy neamde him net allinne ‘Heare’, mar hy forwachte ek, dat dizze rabbi in antwurd jaen koe op 'e fraech, hoefolle minsken der yn 'e himel kamen. Hy wie dus fan bitinken, dat Jezus mear wie as alle wetgelearden en alle Farizeën, mar ek mear as al de profeten, dy't op ierde west hiene.

En dêrom, om't er fan Jezus greate dingen forwachte, foun er it frjemd, dat mar sa'n bytsje minsken yn him leauden. Wol seach er alle dagen hiele skaren om him hinne, dy't jubelen om syn wûnders en nei syn wurden harken, mar dat joech sa'n bytsje as hja dochs net echt yn him leauden en net diene hwat er sei. Mar it koe fansels wêze, dat God yn syn wysheit mar inkelde minsken útkard hie en dan wie it gjin wûnder, dat dy skaren sa ûnforskillich wiene en sa fijannich soms.

Mar der wie noch in kant oan dizze kwesje en dat woech him noch swierder: as der mar in bytsje minsken bihâlden waerden, de fromsten en de bêsten allinne, wie hy der dan sels wol by? Hie it wol folle sin om Jezus to folgjen en nei syn wurden to harkjen, as it heil dochs net foar jin weilein wie? Dat wiene fragen, dêr't er al lang mei omroun hie en dêr't er graech in antwurd op hawwe woe. Nou hie er it dan sein en fol spanning seach er Jezus oan; it antwurd dat er krije soe, hong ommers sa folle fan ôf, foar himsels, mar ek foar al dy oaren.

En dochs koe de Heare him gjin antwurd jaen. It komt de minske net ta to witten, hoefolle der ien kear yn 'e himel wêze sille, as de lêste minsken op 'e ierde stoarn binne en de ivichheit bigjint: dat is in ding, dat God allinne wit. Mar hy hoecht it ek net to witten! As elk sels syn bêst mar docht om yn to gean yn Gods keninkryk, dan kin er al dy swiere fragen wol oan God oerlitte.

Dêrom spriek Jezus: ‘It is mei dy dingen, as mei in skare minsken, dy't opgyngen nei it feest en dy't allegearre troch in smelle doar moasten om yn 'e feestseal to kommen. Der wiene safolle dy't der yn woene, dat forskate de moed opjoegen en tochten: Wy kinne der dochs net mear by! en hja diene har bêst net om der yn to kommen en doe't alles fol wie en de doar ticht dien waerd, doe stiene se bûten en it blide feest koene se net mei fiere. Mar oaren, dy't net rekkenen en telden en dy't harsels net bang tochten, dy krongen om der

troch to kommen en krigen in plak yn 'e brulloftsseal.'

En doe kearde er him nei de skare om him hinne en sei: 'Sa is it ek mei elk dy't yngean wol yn it Keninkryk. Wrakselje jimme mar om yn to gean troch de smelle doar, hwant gâns minsken sille bisykje om yn to gean en sille net kinne. En as jim it nou net dogge, dan komt der in tiid, dat it foar altyd to let wêze sil. Dan sil de Hear fan it hûs oereingean en de doar op it slot dwaen en dan sille jim roppe: "Heare, Heare, doch ús iepen", mar Hy sil antwurdzje: "Ik ken jimme net en ik wit net hwer't jim wei binne." En wer sille jim sizze: "Heare, doch ús dochs iepen, hwant wy kenne jo sa goed: wy hawwe destiids mei jo iten en dronken en op ús strjitten hawwe jo leard", mar Hy sil oars net sizze as: "Ik wit net hwa't jim binne; gean by my wei, jimme wurkers fan 'e ûngerjochtichheit." En jim sille skrieme en fan wanhoop mei de tosken knarse, as jim Abraham en Izaäk en Jakob sjogge yn Gods keninkryk, mar jimme sels der bûten wurpen.'

* * *

Ek op in oare kear brûkte de Heare Jezus it byld fan in smelle doar, om it folk to learen, dat it foar nimmen maklik wêze sil om yn 'e himel to kommen. Dy kears lykwols gyng it net oer in feestseal, mar oer in smelle poarte yn 'e hege muorre fan in stêd. 'Gean yn ta de inge poarte', spriek er, 'hwant wiid is de poarte en breed is de wei, dy't nei it fordjer laet en machtich binne dyjingen, dy't dêr ta yn gean. Mar ing is de poarte, en smel is de wei, dy't nei it libben fiert en minmachtich binne, dy't dy wei fine.'

Foaral de discipelen hiene mei oandacht harke nei dit lêste wurd. Tocht de Heare miskien oan it Leafhuttefeest en oan har reis nei Jeruzalem? Doe trieken de greate karavanen nei de hillige stêd, Galileërs en Seloten, de brede wei lâns mei har keppels offerdieren en yn brede rigen kaem it folk efter har oan. Wiid stiene de poarte-doarren iepen en bliid trieken se nei de hillige timpel en it wijde alter. Mar op it timpelplein hiene se God net foun en net de frede foar har sûndich hert, mar ynpleats de Farizeën, dy't de Soan fan God nei it libben stiene en de wacht fan Pilatus, dy't de skerpe swurden swaeiden. Wie dat de brede wei, dy't Jezus bidoelde, dêr't de mannichte lâns roun, it ivich fordjêr yn 'e mjitte? Sels wiene se doe mei Jezus de stille paden lâns gien en troch in smelle poarte wiene se ûngemurken yn Jeruzalem kommen. Sa moast it wêze: dy't it hâldde mei it folk en mei de mannichte, dy gyng forlern en allinne hwa't mei Jezus gyng en him folge op smelle wegen, troch de inge poarte, dy soe it libben fine.

En ek dit wurd fan Jezus founen se swier to bigripen. Hy wie dochs de Messias, de Kening, dy't sitte soe op 'e troan fan David, en hy wie dochs kommen foar hiel it folk en net foar in lytse keppel allinne? Hie dy man dan dochs gelyk hawn, dy't bang wie, dat der mar in bytsje bihâlden wurden? Mar hoe't it ek wêze mocht, ien ding wie wis: hja hearden by Jezus en hja wiene by dyjingen, dy't it ivich libben ervje soene. As it wêze moast, dan woene se mei him yngean yn it keninkryk, ek troch de inge poarte.

Mar djip yn har hert wie altyd noch de hope, dat it hiel oars gean soe, dat hiel it folk noch ien kear ta Jezus komme soe en dat er Jeruzalem yngean soe troch de brede poarte, de keninklike wei lâns. Gâns jierren letter, doe't ien fan harren, de discipel Mattheüs, dit wurd fan Jezus optekene yn syn evangeelje, doe wisten se it better....

De goede Hoeder
204

Elk jier op 'e nij waerd yn 'e doarpen fan Israël it feest fan 'e timpelwijing fierd, in oantinken noch oan 'e swiere fordrukking ûnder de Syryske kening Antiochus en oan 'e wûndere forlossing troch Judas de Makkabeër, dy't de timpel suvere hie fan 'e ûngoaden en de offertsjinst wer ynfierd. Mar it Chanoeka-feest wie dochs noch mear as allinne in oantinken oan hwat yn it forline bard wie: it wie tagelyk it feest fan it ljocht, dat it wer winne moast nei de donkere wintertiid en dat yn alle huzen fierd waerd mei de romte fan baernende lampen.

It wie yn 'e wike fan it Chanoeka-feest, dat de Heare Jezus wer yn Jeruzalem kaem. Dat jiers wie de winter al ier ynfallen en oer de bergen waeide in skerpe Eastewyn. De minsken op it timpel-plein huveren yn 'e wide mantels en sels oan 'e westkant fan 'e timpel, yn 'e lijte fan 'e hege gebouwen, wie it to kâld om lang to stean. Jezus roun dan ek op en del yn 'e pyldergong fan Salomo en al rinnende learde er it folk.

Ek nou wiene der wer Skriftgelearden en Farizeën by en lyk as altyd harken se skerp nei elk wurd, dat er sei. It waerd tiid, founen se, dat dy rabbi út Galiléa

nou ris rounút sei, hwat syn plannen wiene. As er werklik miende, dat er de Messias wie, de Salvling des Heare, hwerom sei er dat dan net en hwerom die er dan net in teken, dat elk it sjen koe?

De Heare Jezus wist wol hwat hja woene, mar hy wie net fan doel om him nou al to iepenbierjen as de Soan fan God. Net op dit feest, mar op it Peaskefeest, as yn 'e timpel de Peaskelammen slachte waerden, soe hy syn libben jaen foar syn folk. Dan earst mochten de fijannen witte hwa't er wie en sa lang soe er noch sprekke yn bylden en gelikenissen. Dy deis yn 'e pyldergong fan Salomo neamde er himsels de Goede Hoeder.

* * *

In hoeder mei syn keppel wie yn dy tiid yn dat lân hiel gewoan; sels minsken dy't al har libbensdagen yn 'e stêd forkeard hiene, wiene wol bikend mei it skeperswurk. It wie ek altyd wer in moai gesicht, dy lange rige stappende bisten, de wite skiep, de donkere geiten en foar har út de hoeder, dy't har foargyng nei de greide. Hwant yn it Easten is it gjin wenst dat de hoeder achter de skiep rint en har opjaget mei gâns gerop en gebear, mar hy giet foarop en de skiep kenne syn lûd en folgje him, hwer't er ek hinne giet.

En sa't de bisten him kenne, sa ken hy alle skiep, hwant elk bist hat syn eigen namme en moarns, as de doarwachter de doar iependien hat, ropt er se ien foar ien en bliid komme se op him tá. Sa swalket er hiel de lange dei op it fjild en jouns bringt er se wer thús yn 'e feilige stâl; dan lit er se ûnder syn stêf troch gean en telt se, om to sjen oft se der allegearre binne.

Mar fansels, lyk as it altyd giet yn it libben, der wiene hoeders *en* hoeders. Soms wiene it minsken, dy't har forhierd hiene by in greate boer, ien dy't wol tûzen bisten hie, en sokke hierlingen leine net op in bêste namme; hja pasten net altyd goed op 'e keppel en soms forkochten se de molke, of de lammen, dy't fan 'e boer wiene. Fansels bidoelde Jezus sokke hoeders net, doe't er himsels in hoeder neamde.

Hwant der wiene ek genôch oaren, dy't sels hwat skiep hiene en dy stiene wol noed foar de keppel en hiene der alles foar oer; hja droegen geduldich de hjittens fan 'e simmer en de skerpe wyn by't winter en hja swalken einen fier om it bêste gêrs to finen en it klearste wetter. Sels as de wrede wolf op 'e keppel ta kaem, lieten se har skiep net yn 'e steek, mar hja weagen har libben en sloegen op it ûndier yn mei de hurde kneppel. Dat kaem fansels omdat it har eigen skiep wiene en foar eigen fjochtet it fûl.

Mar ek hjir wie alles noch net mei sein; de hoeder dy't foar de keppel útgiet en dy't syn libben jowt foar de skiep, dat wie yn Israël ek it symboal fan 'e kening dy't foar syn folk striidt en har oanfiert yn 'e oarloch. Yn 'e hillige Boeken waerd de kening faek in hoeder neamd en by de âlde profeten wie de hoeder faek it byld fan 'e Messias-kening. Dêr tocht de Heare Jezus ek oan, doe't er himsels de goede hoeder neamde en sa iepenbiere er him yn dizze gelikenis dochs noch as de Kristus Gods, mar dat woene de Farizeën fansels net leauwe. Hja hiene it wol witte kinnen, hwant de Skriften koene se wol, mar hja woene it net bigripe. Dat hja rounen wol mei Jezus op en heinden him de wurden út 'e mûle, mar woene gjin sizzen fan him ha.

Jezus spriek: ‘Wiswier, wiswier siz ik jimme: dy't net ta de doar de stâl fan 'e skiep yngiet, mar oars earne ynklimt, dy is in dief en rôver. Mar dy ta de doar yngiet, dy is in hoeder fan 'e skiep en de skiep hearre syn lûd, en hy ropt har by de namme en laet har út. En as er se allegearre útlaet hat, giet er harren foarop, en de skiep folgje him, hwant hja kenne syn lûd. In frjemden-ien lykwols, sille hja wis net folgje, mar hja sille foar him flechtsje, om't hja it lûd fan 'e frjemde net kenne.’

Sa tekene Jezus himsels, yn inkelde sobere wurden, as de wiere Messias, en sa spriek er ek it oardiel út oer alle lieders fan it folk, dy't it net to dwaen wie om it heil fan har folk, mar om har eigen foardiel en om eare en macht. Net de strange Farizeën wiene de goede hoeders en net de foarname Sadduceën en net de dryste Seloten, mar Jezus en hy allinne. Al dy oaren, dy wiene neat better as dieven en rôvers.

De minsken om Jezus hinne bigriepen der neat fan. Wis, hja founen it wol moai en hja seagen dy hoeder foar har, mar de wierheit yn 'e gelikenis gyng har foarby. Foar har wie it net de iepenbiering fan 'e Kristus en net in oardiel oer alle lieders fan it folk; foar har wie it oars net as in moai forhael, dat net oan it gefoel kaem.

De Heare Jezus spriek fierder: ‘Ik bin de doar fan 'e skiep; as immen ta my yngiet en him by myn keppel jowt, dy sil bihâlden wurde en hy sil yngean en útgean en weide fine. De dief komt allinne om to stellen en to slachtsjen en to fordjerren. Ik bin kommen, dat hja it libben hawwe meije en oerfloed fan iten. Ik bin de goede hoeder en de goede hoeder set syn libben foar de skiep. De hierling lykwols, dy't net de eigener is fan 'e skiep, sjocht de wolf kommen en forlit de skiep, en flechtet, en de wolf rôvet en forsillet har, hwant hy is in hierling en stiet gjin noed fan 'e skiep. Mar ik bin de goede hoeder en ik ken myn skiep en myn skiep kenne my.’

* * *

En stadich oan, om Jezus hinne, groeide de fijânskip. Hwant al bigriepen hja dan it boadskip net dat er har brocht, hja fielden dochs wol, dat er har hwat to sizzen hie, hwat greats en machtichs en it makke har ûnrêstich. Hy wie de doar, hie er sein, mar de doar

hwerfan? Soe dan net ien yn 'e himel komme, as allinne troch him? Wie er dan dochs de Messias, de Soan fan God? Mar dat koe net, it wie ûnmooglik! En hwerom sei er net hwat er woe en hwa't er wie?

De Heare fielde wol, dat hja al ûnrêstiger waerden en dat hja wis net lang mear nei him harkje soene. Ek dizze twadde gelikenis woene se net oannimme. Dy hierlingen, dat wiene de lieders fan 'e Seloten, dy't har folk de frijdom taseine, mar dy't neat leaver diene as moardzje en bloed forjitte. Soms joegen se harsels foar de Messias út, mar as it der op oan kaem, lieten se har folk yn 'e steek om it eigen faeije libben to rêdden. Mar dat folk sels wie neat better: hja soene him deadzje en him, de Soan fan God, net oannimme en ynpleats soene de heidenfolken him leauwe.

Dêr tocht er oan, doe't er jitris it wurd opnaem en spriek: ‘Ik haw jitte oare skiep, dy't net út dizze stâl binne. Ek dy moat ik tabringe, en hja sille nei myn lûd hearre en it sil wurde ien keppel en ien hoeder. Dêrom hat de Heit my leaf, omdat ik myn libben ôfliz om it letter wer op to nimmen. Gjinien kin my it libben ûntnimme, mar út mysels liz ik it ôf, hwant de Heit hat my de macht jown om it libben ôf to lizzen en om it werom to nimmen.’

Doe swei er wer en wer roun er op en del yn 'e brede pyldergong. De minsken folgen him net mear, mar bleauwen byinoar stean om to praten oer dy lêste, ûnbigryplike wurden. Hy hie it aloan oer in hoeder, mar hwat joech dan sok praet oer stjerren en wer libben wurde? Hie men der dan oait fan heard, dat in hoeder it libben ôflei, sa mar, sûnder reden en dan wer libben waerd? En somliken seine lûd en forheftich: ‘Dy man is dwylsinnich en hy hat in démon.’ Mar oaren leine dêr tsjin yn: ‘As er in kweageast hie, dan koe er dochs de eagen fan 'e blinen net iepenje?’

Doe gyngen se op Jezus ta en bisingelen him, dat er gjin kant út koe en driigjend seine se: ‘Hoe lang hâlde jo ús noch yn spanning? As jo de Kristus binne, siz it dan rounút.’

Jezus antwurde: ‘Ik haw it jim al sein, mar jimme leauwe my ommers net. Mar as jim my dan net leauwe wolle, leau dan de wurken, dy't ik dien haw yn myn Heite namme. Ik haw foar jimme eagen de lammen rinne litten en de blinen sjende makke: is dat dan noch net genôch! Né, ik wit, dat ek dat jimme neat seit; jim *kinne* my net leauwe, om't jim myn skiep net binne. Hwant dy't wierliken myn skiep binne, dy leauwe my en ik jow har it ivich libben en gjin ien sil se út myn hân weiskuorre. Myn Heit is mear as alle minsken en gjinien kin hwat weiskuorre út myn Heite hân. Jim tinke, dat ik my forsin, as ik siz dat myn skiep yn myn hân binne en tagelyk, dat hja yn myn Heite hân binne? Né, mar ik mei it sa sizze, hwant ik en de Heit binne ien!’

En op 'e nij lôge har grime op tsjin Jezus. Doarst dy Galiléer sizze, dat er God wie? Mar dat lieten se har net sizze! Sokke lasterjende wurden mocht men net oanhearre, sûnder him it swijen op to lizzen. En wer, lyk as op it foarige feest, kamen se op him ta mei stiennen yn 'e fûst. Jezus bleau stean en seach har lyk oan. Doe sei er mei flymjende spot: ‘Ik haw gâns greate wûnders foar jimme eagen dien: mei ik witte om hokker wurk jim my stiennigje wolle?’

Hja rôpen: ‘Net om in goed wurk stiennigje wy jo, mar om laster en omdat jo, dy't in minske binne, josels ta God meitsje.’

Jezus antwurde: ‘En dochs mei ik mysels God neame, hwant de wurken dy't ik yn Syn namme doch, binne it biwiis, dat ik út God bin. Hwant ien fan beiden: myn wurken binne *net* út God en dan hoege jimme my net to leauwen, of hja hinne *al* út God en dan is it dúdlik, dat de Heit yn my is en dat ik yn 'e Heit bin.’

Hja koene neat tsjin him ynlizze, mar sa great wie har hate tsjin Jezus, dat hja op 'e nij op him takamen om him to stiennigjen. Doe wie lykwols syn geduld oan 'e ein: hy woe net langer mei har prate en gyng de timpel út, de stêd troch nei bûten. Twaris hiene se him nou forwurpen en stiennen opnommen om him to deadzjen; it wie

dúdlik, dat der gjin plak mear foar him wie yn 'e stêd Jeruzalem. Noch ien kear soe er der wer komme; as de winter oer en it feest fan Peaske kommen wie, en dan soe er, as de Goede Hoeder, syn libben jaen foar syn skiep.

Jezus en de Samaritanen
205

Ut Jeruzalem wei triek de Heare Jezus nei de Jordaen en, lyk as earst nei Johannes, gyngen nou de skaren nei him ta om syn wurden to hearren en om doopt to wurden. Sels doopte er lykwols net, mar de discipelen doopten elk, dy't yn 'e Heare leaude en him bikearde fan syn sûnden. Mar it duorre net lang of de

Farizeën yn Jeruzalem hearden hwat der omgyng by de Jordaen en doe't syn libben net langer feilich wie, gyng er op reis nei Galiléa, troch it lân fan 'e Samaritanen. Hy wie wol faker troch Samaria gien, mar hy hie der noch net earder it evangeelje forkundige. Hy hie in opdracht foar it folk fan Israël en net foar oare folken, al soene ek dy letter yn syn genede diele en dêrom ek hie er syn learlingen, doe't er har útstjûrde, oplein, om binnen de grinzen fan Israël to bliuwen. Mar nou, nou't de lieders fan it folk him forwurpen hiene en twaris de hân tsjin him opheve, nou wie alles oars, nou mocht er ek oan it folk fan 'e Samaritanen it evangeelje forkundigje. Hy wist, dat ek hjirre minsken wiene, dy't nei him harkje en syn wurden oannimme woene.

* * *

It wie op in moarn, dat hja tichte by Sichar kamen en dat Jezus him deljoech by in boarne dy't nei Jakob neamd waerd. Der waerd forteld, dat dy yn âlde tiden de saed groeven hie en de Samaritanen leauden it fêst en wiene der tige greatsk op. Hja waerden net by Israël rekkene en de Joaden hiene har net yn tel, mar hja hiene dan dochs mar de âlde Jakobs-boarne en soks wie der yn hiele Israël net!

It wie hast iterstiid en de discipelen wiene meiïnoar nei Sichar gien om brea to keapjen. Sa siet Jezus hjir dan by de boarne en hy hie toarst, mar hy hie neat by him om wetter op to putten. En midden op 'e dei soene der ek wol gjin froulju komme; wetter helje, dat diene se op 'e joun, as it wurk birêdden en de slimste hjittens oer wie.

En doe kaem der dochs in frou oan mei in wetterkrûk op 'e holle en tagelyk wist de Heare, dat God har stjûrd hie op dizze frjemde tiid en dat er har earst it heil forkundigje moast. It wie ek net in gewoane frou, dy't der oan kaem, de stille wei lâns, en hja hie al gâns meimakke yn har libben. Ald wie se noch lang net, mar hja hie al fiif kear troud west en iderkear hie de man har de skiedelbrief jown en har fuortstjûrd; hja hie gjin maklik aerd en koe har net bêst deljaen ûnder in oar, sels net ûnder har eigen man. Hja wie wend om yn alles har eigen sin to dwaen en om to sizzen, hwat har foar de mûle kaem. En nou libbe se dan mei har sechste man, mar dêr wie se net iens mei troud en dy wie foar de wet har man net. Fansels waerd der gâns oer har praet yn it lytse stedtsje en de measte froulju woene neat fan har witte; as hja meiinoar nei de boarne gyngen, jouns, dan skouderen se har en woene neat sizze. Dat dan gyng se middeis mar, as de sinne op it heechst stie en it stil wie by de saed...

En nou siet dy frjemde man hjir en seach har oan, dat hja der hast forlegen ûnder waerd. Fansels koe se neat tsjin him sizze: in frou mocht net in man oansprekke dy't se net koe en dan wie dit ek noch in Joad, dat seach se sa mar oan syn klean. En mei in Joad *woe* se net iens prate; Samaritanen en Joaden, dy haten elkoar en dy seinen neat tsjininoar as it net hoegde. Dat hja skepte swijend de krûk fol wetter en woe har wegen gean.

* * *

De Heare Jezus seach noch altyd nei har. Hy wist wol, hoe't hja oer him en oer de Joaden tocht, hy wist fan har libben en fan har sûnde, mar hy wist ek, dat God sels har hjir by him brocht hie, op dizze frjemde tiid fan 'e dei en dat er mei har prate moast. En frjeonlik sei er: ‘Frou, jow my hwat drinken, hwant ik haw tige toarst.’

It bloed fleach har nei de wangen. Dat dy frjemdling dy't har noch noait earder sjoen hie, har sa mar oanspriek, dat wie al ûnbigryplik, mar dat er har, in

Samaritaenske, om in gunst frege, dêr koe se alhiel net by. Hy moast wol slim toarst hawwe, dy frjemde reizger. In echte Joad stoar oars leaver, as dat er in Samaritaen om wetter frege! Mar hy soe hwat drinken hawwe! As hy him net skamme, dan koe it har ek neat skele. En bûtendat, hjir by de saed, sa fier fan 'e poarte, seach dochs gjinien it.

Mar doe't hja Jezus drinken jown hie, koe se it dochs net litte om to freegjen: ‘Hoe kinne jo, dy't in Joad binne, my, in Samaritaenske, om drinken freegje?’ It wie net allinne nijsgjirrigens dat hja dy fraech die: der wie ek hwat yn fan greatskens, dat dy Israëlyt nou by har komme moast om in slok drinken, dat er har, in frou út Sichar, om wetter freegje moast.

De Heare Jezus fielde it wol en earnstich sei er: ‘As jo my koene en wisten hwa't ik bin, dan soene jo my ynpleats frege ha en ik soe jo libben wetter jown hawwe.’

Yn har donkere eagen ljochte de spot. ‘Hear’, sei se, ‘jo prate fan libben wetter, mar jo hawwe gjin krûk of amer om mei to putten; hwer soene jo dan wetter wei hawwe? Of binne jo faeks mear as Jakob, ús heit, dy't ús de saed groeven hat en dy't der út dronk mei syn bern en syn bisten?’

Jezus gyng net op har spotske wurden yn; hy sei der iens neat fan, dat hja Jakob, de soan fan Abraham, dochs net bêst *har* heit neame koe; hy antwurde allinne mar: ‘Hwa't drinkt fan dit wetter, sil al gau wer toarst krije, mar dy't fan myn wetter drinkt, dy sil yn ivichheit gjin toarst mear hawwe, hwant it wetter dat ik him jaen sil, sil yn him wurde as in boarne fan wetter, opwâljend yn it ivige libben.’

Miskien, as dizze frou in Joadinne west hie, soe se better forstien hawwe dat Jezus it net oer gewoan wetter hie, mar dat er mei dat ‘libben wetter’ it heil

bidoelde, dat hy jowt oan elk dy't yn him leaut. Nou bigriep se der neat fan en hastich sei se: ‘Heare, jow my dat wetter, dat ik noait wer toarst krij en hjir noait wer hinne hoech om wetter to heljen!’

Al wer gyng Jezus net op har wurden yn. It waerd nou tiid, dat er har dúdlik makke, hwat er bidoelde mei syn byld fan it libben wetter, mar dat woe er net dwaen foar har allinne; der wiene mear minsken yn Sichar, dy't it evangeelje hearre moasten. En nou woe er krekt dizze frou, dy't sa'n sûndich libben laet hie en dy't yn 'e stêd op sa'n minne namme lei, brûke om syn boade to wêzen en om 'e lju fan Sichar to bringen by him, dy't har it ivich libben jaen woe.

Mar earst moast dizze frou noch witte, dat er gjin gewoan minske wie en dat er alles fan har wist. En dêrom sei er: ‘Gean hinne, rop jins man en kom hjir dan wer.’ De frou krige in kleur; hja tocht oan al de mânlju dy't hja hawn hie en oan dizze lêste, dy't har man net wie en dêr't hja net mei forskine doarst foar dizze wûndere rabbi.

‘Ik haw gjin man’, sei se bidêst.

Jezus antwurde: ‘Dat hawwe jo goed sein, ik haw gjin man, hwant fiif mânlju hawwe jo hawn en dy't jo nou hawwe, dat is jins man net; dat hawwe jo wol nei wierheit sein.’

De frou stie forslein en, om't it dizze rabbi wie dy't it sei, skamme se har djip. Dus, hy wist alles, dy man hjir by de boarne! Mar dan wie it better, dat hja oer hwat oars praetten en handich sei se: ‘Heare, ik hear dat jo in great profeet binne en nou woe ik jo dochs graech hwat freegje; hwa hawwe nou gelyk, de Samaritanen, dy't sizze dat men op 'e berch Gerizim eanbidde moat, of de Joaden dy't sizze, dat Jeruzalem it plak is, dêr't men God tsjinje moat?’

Jezus antwurde: ‘Fan âlds hiene de Joaden gelyk, hwant God sels hat har Jeruzalem oanwiisd om him de timpel to bouwen en jim hiene ûngelyk, hwant der stiet nearne yn 'e Skriften, dat men op 'e Gerizim oanbidde moat. Mar ik siz jo, frou, de ûre komt en is der nou al, dat jim net mear nei de Gerizim hoege en net mear nei Jeruzalem om to oanbidden, mar dat jim oeral oanbidde meije. Hwant net op it plak komt it oan, as jim ta de Heit bidde, mar hjir komt it op oan, dat jim oanbidde yn geast en wierheit. God is geast en Hy is net boun oan in berch of in timpel en elk dy't ta Him bidt, moat oanbidde yn geast en wierheit.’

De frou hie goed harke, mar hja koe sa gau noch net bigripe, hwat Jezus bidoelde. Foar har gefoel kaem it plak dêr't men offere, der wol tige op oan. Mar dat doarst se net heal tsjin sok in profeet to sizzen en dêrom antwurde se: ‘Ik wit, dat de Messias komme sil; as dy der mar ien kear is, dan sil Er ús al dy dingen útlizze.’

Doe spriek Jezus rounút: ‘Ik bin de Messias, dy't komme soe.’ De frou seach him oan mei greate, blide eagen. Hja twivele net, mar ear't hja noch delfalle koe om him to oanbidden, kamen de discipelen werom út 'e stêd en gyngen op Jezus ta. De Samaritaenske wie net sa gau binaud, mar nou, mei al dy mânlju, waerd it har dochs to machtich. Hja hie noch genôch to freegjen, mar dat koe letter wol; dizze rabbi wie de Kristus en dat wie genôch. Doe sette se de stap der yn, de wei del nei Sichar, om har man to heljen en elk, dy't mar komme woe. De folle wetterkrûk bleau stean njonken de saed.

* * *

En lang noch, wylst hja it iten útpakten en alles ré setten ta it miel, seagen de learlingen nei de frou út Sichar. Koe dat nou sa mar, dat de Master spriek mei in frou, sûnder dat der oaren by wiene? It wie har al oars leard, mar hy soe wol it bêste witte, hwat mocht en hwat net. It paste har net om him rekkenskip to freegjen.

Doe't alles ré wie ta it middeis-miel, siet Jezus noch yn gedachten. Hy tocht oan de frou dy't er útstjûrd hie en oan al de oaren, dy't komme soene en der wie in greate blydskip yn syn hert, dat er hjir, yn Samaria, it evangeelje bringe mocht. It iten forgeat er der by en mear as ienris fregen de discipelen him, oft er net ite woe. It wie sa lang al lyn, dat er foar it lêst hwat hawn hie.

Jezus sei: ‘Ik haw nou gjin honger mear; ik haw in spize, dêr't jim net fan witte.’ De tolve wisten net hwat hja der oan hiene. Dy frjemde frou soe him dochs fêst gjin brea brocht hawwe? Mar Jezus, dy't har gedachten wist, spriek: ‘Né, gjin ien hat my iten brocht, mar *dit* is myn spize, dat ik doch it wollen fan Him, dy't my stjûrd hat. Niist, doe't jim it winternôt seagen op it lân, doe seine jim: Noch fjouwer moanne en dan is it al wer ryp!’ Mar ik siz jimme: sjoch de kant út nei Sichar en jim sille in skare folk sjen, dy't komme om nei my to hearren. Hwant nou al binne myn fjilden giel en myn nôt is ré ta de risping en nou al krij ik sichterslean en gearje ik myn frucht ta it ivige libben. Mar ek nou wer is de spreuk wier, dat it in oar is dy't sieddet en in oaren ien dy't sichtet: foar my hawwe oaren arbeide ek oan dit folk: Mozes en de profeten, dy't hja lêzen hawwe en de Doper dêr't hja fan heard hawwe. En sa wie it ek, doe't ik jimme útstjûrde en doe't jimme myn blide sichters wiene: ek doe hiene oaren foar jimme arbeide en ta har arbeid mochten jimme yngean.’

* * *

Wylst Jezus en syn discipelen by de boarne sieten wie de frou út Sichar yn 'e stêd kommen. Har man

moast se roppe, hie dy profeet sein, mar hy wie de Messias en dan koe it net mei ien man ta. *Elk* dy't it hearre woe, moast it bliid boadskip hearre, *elk* dy't toarst hie mocht komme ta him, dy't it libbene wetter hie. En moedich gyng se de strjitten op en rôp it folk út 'e huzen wei en sei: ‘Kom mei nei de boarne, dêr is in minske dy't alles wit en dy't my alles sein hat, hwat ik yn myn libben dien haw: soe dat dan de Kristus net wêze?’

En de minsken fan Sichar hearden nei de frou en in greate mannichte gyng mei har de poarte út, nei Jezus ta. Hja seine net: Dy frou is net sa'n bêsten-ien en dêr kinne wy net mei op en út: hja hearden har wurd en leauden en setten de stap nei Jezus. Hwant allinne hwa't it boadskip fan Jezus oannimt en net op 'e boade sjocht dy't it bringt, dy allinne wurdt bihâlden.

* * *

En sa gyng it dy deis mei de minsken fan Sichar: net om 'e frou dy't har roppen hie, leauden se, mar om't hja Jezus sels sjoen en sels heard hiene. Earbiedich fregen se oft er net daliks fierder reizgje woe, mar oft er har noch mear ûnderrjochtsje woe. Twa lange dagen bleau er noch yn har formidden; doe triek er wer fierder nei Galiléa omdat yn Judea, it lân fan syn berte, gjin plak foar him wie.

Oer it bidden
206

Faek, as er syn discipelen learde, hie de Heare Jezus sprutsen oer it bidden; hy hie har leard *hwat* hja bidde moasten en *hoe't* hja yn it gebet ta God gean moasten, net bang en beevjend, mar as bern, dy't fêst bitrouden, dat de Heit yn 'e himel har alle dingen jaen soe.

Mar net allinne tsjin syn learlingen spriek er der oer; ek de skaren learde er hwat bidden wie en op in kear doe't der Farizeën by him stiene, dy't harsels rjochtfeardich achten en leech op alle oare minsken delseagen, fortelde er in gelikenis, der't hja út leare koene, dat God allinne de needrige bidder heart.

Twa minsken gyngen op in dei nei de timpel om to bidden; de iene wie in Farizeër, de oare in tolgearder. Fansels gyngen se net mei syn beiden: in fromme Farizeër foun it al slim as er yn 'e stêd in tolgearder tsjinkaem, lit stean dat er mei him oprinne soe nei de timpel. Heech en greatsk roun er de tolgearder foarby en hy tocht by himsels, dat sok folk dochs net yn 'e timpel thúshearde. Sa fier as er koe, gyng er it foarhôf op en deun by it Hillige, dêr't sels in fromme Farizeër net ynkomme mocht, heve er de earmen omheech en bigoun to bidden. It waerd wol in frjemd gebet! To freegjen hie er neat en sûnden hie er noch minder to biliden, dat hy fortelde ynpleats de Heare mar, hoe from en goed er wie: ‘O God, ik tankje jo, dat ik net bin as de oare minsken, rôvers, bidragers, troubrekkers, noch ek lyk as dy tolgearder; ik fêstje twaris wyks en ik jow tsienden fan alles, dat yn myn hûs komt.’

En wilens die ek de tolgearder syn gebet, mar dy bleau fier fan it alter stean, sa skamme er him foar syn sûndich libben, en hy doarst de hannen net op to stekken nei de himel; hy weage it net iens om syn eagen op to slaen nei boppen, dêr't God de Heare delseach op alle minsken en dus ek op him. Noch noait hie er sa goed witten, hoe great syn skuld wie en wylst er him sels op it boarst sloech, bea er: ‘O God, wês my, sûnder, genedich.’

De Farizeën om Jezus hinne wachten fol spanning ôf, hwat dy rabbi nou fierder sizze soe. Yn elk gefal soe er it wol net mei har iens wêze! Hja founen fan dy beide bidders de Farizeër fier wei de bêste. Ienris yn it jier hoegde men mar to fêstjen en

hy die it wyks twa kear! En net allinne fan syn eigen fruchten bitelle er de tsienden, mar sels fan elk hanfol griente, dat er kocht op 'e merk. God yn 'e himel, dy't alles seach en neat forgeat, moast wol genedich wêze oer sa'n trouwe tsjinner en him it ivich libben jaen! En dan by dy fromme Farizeër, in tolgearder: in man dy't it mei de fijân hâldde en dy't it jild fan Gods bern oan 'e heidenen joech! Hwat die sa'n ien yn it hûs des Heare? As er bidde woe - mar it holp him ommers dochs net! - hwerom die er it dan thús net, ynpleats dat er de timpel ûntwijde en fromme minsken ta in oanstjit wie?

Jezus wist, hwat der yn har omgyng en dêrom sei er: ‘Ik siz jimme, dy tolgearder gyng nei hûs, bliid, omdat syn sûnden forjown wiene, oars as de Farizeër, dy't miende dat er rjochtfeardich wie. Hwant elk dy't himsels forheget, sil fornedere wurde en hwa't himsels fornederet, sil forhege wurde.’

Ek nei dit earnstich wurd fan de Heare Jezus woene de Farizeën net harkje. Forachtlik seagen se him oan en seine tsjin elkoar: ‘Gjin wûnder dat er it mei de tolgearders hâldt, hy, dy't in tolgearder by syn discipelen hat en mei sûnders yt.’ Mar de tolve forgeaten de warskôging fan har Heare net en letter, doe't hja it evangeelje brochten oan Joaden en heidenen, hawwe hja ek dit wurd trochjown en it de gemeenten op it herte boun.

* * *

It wie op in oare kear en yn oar forbân, dat Jezus noch in gelikenis fortelde oer it bidden. Hy hie in rede hâlden oer it oardiel, dat oan 'e ein fan 'e tiden oer de sûndige wrâld gean soe en hy hie syn learlingen leard, dat hy ienkear komme soe op 'e wolken fan 'e himel om to oardieljen oer rjochtfeardigen en ûnrjochtfeardigen. Dan, op dy greate dei, soe der in nije himel en in nije ierde wêze en yn hiel de wrâld soe gjin sûnde noch leed mear wêze.

De discipelen fregen: ‘Heare, hwannear sille jo dan komme en alles hearlik meitsje?’ Doe lei er har út, dat gjin minske de tiden en gelegenheden witte mei, dy't de Heit yn syn wysheit steld hie en hy sei jitris, dat hy earst lije moast en fan syn folk forwurpen wurde. En om har goed to learen, dat it ek nei syn opstanning noch wol tige lang duorje koe en dat it komme soe op in tiid, dat de minsken it net forwachtsje, fortelde er doe de gelikenis fan de widdou, dy't frege om rjocht.

Earne yn in stêd yn Israël wenne in rjochter dy't God net freze en dy't gjin minske ûntseach. Hy wie der greatsk op, dat er gjin ien nei de eagen seach en hy gyng yn alles syn eigen wegen. De measte rjochters yn dy tiid wiene foar jild to keap en holpen allinne de riken, mar sa wie hy net: hy bistelde it rjocht, sa't hy tocht dat it hearde en fan gjin ien naem er gunsten oan. Hy doarst in rike, as er in ûnrjocht die, ûngenedich to straffen en as it sa útkaem hâldde er de earmen en de fordrukten de hân boppe de holle. Dat de minsken yn 'e stêd seagen heech by him op en hiene respect foar him, ek al wiene der net folle dy't fan him hâldden.

Hwant dizze selde rjochter, dy't foar gjin minske bang wie, hie ien ding oer him, dat net sa moai wie: hy spriek allinne rjocht as it mei syn sin oerien kaem. It kaem wol foar, dat er in saek lang sloere liet en der noait oer gear kaem en soms, as immen mei klachten kaem, stjûrde er him fuort en woe net iens nei him hearre. Dat dat ek ûnrjocht wie en like slim as hwat oare rjochters diene, koe him neat skele: hy wie ommers in man dy't om God noch minsken hwat joech!

Nou wenne der yn dyselde stêd in widdou, dy't in pleitsaek hie mei in man, dy't har slim ûnrjocht dien hie. Doe't it al lang gien wie en hy har net mei rêst liet, gyng se nei de rjochter ta en frege om help. Hy seach har oan, koel en út 'e hichte en sei, dat er har net helpe koe; letter miskien, mar nou hie er to folle oare dingen oan 'e holle. De widdou joech it net op; hja sei dat er har helpe moast, dat it syn plicht wie en syn wurk as rjochter en dat God him straffe soe as er it net die. Hy lake har yn har gesicht út; hysels makke út hwat syn plicht wie en oars gjin ien en God - oan God leaude er net. Doe draeide er him om en gyng syn wegen. Mar noch joech de widdou gjin bilies; de oare deis stie se wer foar de doar en de deis dêroan en fuortoan alle dagen. Hja lieten der har net mear yn, mar hja wachte, sa lang oan't de rjochter bûten kaem; doe foel se foar syn fuotten del en smeke: ‘Hear, doch my rjocht tsjin myn fordrukker.’ Koppich roun er troch, mar sûnt dy dei hie er gjin rêst mear. Moarns as er wekker waerd tocht er: Soe se nou hjoed wer komme? As er de doar útgyng, seach er alle kanten út, oft se der al stie, yn it skaed fan 'e huzen. En alle dagen wie se der wer, op plakken dêr't er har net forwachte en altyd wie der wer dat twingende wurd: ‘Doch my rjocht.’

Op it lêst koe er it net langer mear út hâlde. ‘Alhoewol't ik God net freezje en gjin minske ûntsjoch, sil ik dochs dy widdou rjocht dwaen, hwant hja docht my oerlêst oan en sil my noch foar de hiele stêd to skande meitsje.’ Doe rôp er har en liet ek de man komme, dy't har ûnrjocht dien hie en bistelde harren it rjocht.

‘Hear dan’, spriek Jezus noch, ‘hwat de ûnrjochtfeardige rjochter seit! Soe God dan gjin rjocht dwaen oan syn bern, dy't by nacht en by dei ta Him roppe en dêr't Er lankmoedich oer is? Ik siz jimme, Hy sil ûnforwachts rjocht dwaen en Hy sil de Minskesoan stjûre op 'e wolken fan 'e himel. Mar as ik kom, sil ik dan noch leauwe fine op 'e ierde?’

* * *

It wie gjin wûnder, dat de learlingen ek dizze gelikenis net goed bigripe koene. Hoe soene se it ek forstean, as hja net ienris leauwe koene, dat Jezus lije en stjerre soe? Mar folle letter, doe't de Heare al lang nei de himel fearn wie, en de gemeente fan Jezus Kristus forfolge waerd, doe hawwe se faek en folle bidden om de komst fan har Heare. Hoe slimmer de fordrukking wie, hoe wylder de grime fan 'e fijân, hoe greater har langst waerd nei har Kening, dy't hearskje soe yn gerjochtichheit. Sokke tiden, dan kaem har wer de gelikenis yn it sin fan 'e widdou, dy't frege om rjocht en dat Jezus har oplein hie om to bidden om syn komst. Mar sels hiene se doe noch net bigrepen, dat de Heare har mei syn gelikenis ek leare woe, dat it lange tiden duorje soe, ear't hy kaem op 'e wolken.

En nou noch, hast twa tûzen jier nei't Jezus syn

forhael fortelde, wachtet syn Tsjerke op 'e komst fan har Heare. Hja wit better as doe de discipelen, dat it noch tiden duorje kin, mar hja moat net forjitte, dat hja der likegoed om bidde moat, like fûl en hertstochtlik, as de widdou dy't frege om har rjocht. Elk dy't yn Jezus leaut moat langst hawwe nei syn komst, nei syn frederyk, nei syn gerjochtichheit, net allinne yn tiden fan binearing, mar like goed as er it goed hat op 'e ierde. De discipelen mienden dat Kristus noch by har libben korame soe en dêrom wurken se by dei en by nacht foar him; hja wiene mis, mar as wy net alle dagen bidde: ‘Kom, Heare Jezus, ja kom mei hasten!’, dan hawwe wy it wurd des Heare minder forstien as hja.

God siket it forlerne
207

Ut de gelikenis fan 'e Farizeër en de Tolgearder hie it wol bliken dien, dat de Heare Jezus it mear mei de tolgearders hâldde as mei de Farizeën. Net, dat er dy tolgearders sokke bêste minsken foun; net, dat er har jildsucht priizge of dat er har sûnden goedprate woe, mar hy wie bliid, dat hja aloan wer by him kamen en harken nei syn wurden. Beide, Farizeën en tolgearders, wiene forlern yn sûnde en ûngerjochtichheit, mar allinne de lêsten kamen mei har skuld by him en dêrom wie der foar har noch rêdding. Hy wie ommers op ierde kommen om it forlerne to sykjen? En doe't op in kear de Farizeën der oer mompelen, dat er altyd mar wer mei tolgearders en sûnders omgyng, ynpleats dat er har fuortstjûrde, fortelde er trije gelikenissen om har to learen dat God de sûnders leaf hat.

* * *

Der wie, earne yn it lân fan Israël, in man, dy't hûndert skiep hie. Elke dei gyng er sels mei de lytse keppel it fjild yn en swalke er oer de heuvels om gêrs to finen foar syn bisten, hwant hy wie in man dy't hert hie foar syn fé. Nou barde it op in joun, doe't er mei de keppel thúskaem en de skiep ûnder de stêf trochgean liet, dat der ien skiep miste. De deis, doe't al dy hûndert bisten trochinoar rounen, hie er it net fornommen, mar nou, by it tellen, wiene der mar njoggen-en-njoggentich.

Hoe moast it nou? Ien skiep fan 'e hûndert miste er: it wie net folle, en earm soe er der net fan wurde; bûtendat wie it bêst mooglik, dat er it de oare deis wer foun op it fjild. Hy wie ek sa wurch, nei de lange dei en hy hie honger en toarst biroun. Mar it koe fansels ek wêze, dat it skiep to fier ôfdwaelde, de bergen yn en dat de wolven it forskuorden.

Hy stie net lang yn bistân; de njoggen-en-njoggentich skiep liet er achter yn 'e feilge stâl en sels naem er de stêf wer op en gyng op 'e nij it lân wer yn. Lang roun er troch de wide steppe, oer de ûnsljochte paden; hy roun him de fuotten iepen en skramde him oan 'e skerpe toarnen, mar hy joech gjin bilies en lang-om-let foun er it skiep, dat lei to hymjen en net mear rinne koe. It koe dêr net bliuwe, op it iepen fjild dêr't de wylde dieren it fine soene en it koe de lange reis werom net dwaen. Der siet neat oars op: hy moast it drage. Doe bûgde er him en tilde it skiep op it skouder en gyng de weromreis oan nei de fiere stâl.

En al wurger waerden syn mêdde fuotten en al swierder woech de lêst op syn bûgde rêch, mar hy biet op 'e tosken en sette troch: in goede hoeder hat alles foar syn bisten oer. It wie al let yn 'e joun en lang al donker, doe't er it skiep yn 'e stâl brocht hie, mar hy wie sa bliid, dat er syn freugde net swije koe. Doe helle er syn freonen op en rôp de buorlju en sei: ‘Wês bliid mei my, hwant ik ha myn skiep werfoun, dat forlern wie!’

Jezus seach de Farizeën oan en frege: ‘Soene jimme ek net dwaen hwat dizze hoeder die, de keppel achterlitte en útgean om it iene skiep to sykjen, dat ôfdwaeld wie? Nou dan, sa sil der ek blydskip yn 'e himel wêze om ien sûnder, dy't him bikeart, mear as om njoggen-en-njoggentich rjochtfeardigen, dy't de bikearing net fanneden hawwe.’

Sa wie de gelikenis fan it forlerne skiep in wurd fan warskôging foar de Farizeën, mar tagelyk fan treast foar de tolgearders en de sûnders. De Farizeën moasten der út leare, dat de leafde fan God net allinne foar de goede en fromme minsken is; de tolgearders koene der út opmeitsje dat Gods leafde einleas great is, ek foar hwat forlern en ôfdwaeld is.

* * *

En noch in koarte gelikenis fortelde de Heare.

Der wie in frou, dy't tsien drachmen hie, tsien sulverstikken, dêr't hja in sin by hie, om't hja se meikrige hie by har trouwen. Ryk wiene se net, mar sels

as it krap omkaem, brûkte se dy sulverstikken net: it soe wêze as hâldde se net mear fan har man. En doe op in kear, doe't se wer ris nei har tsien jildstikken seach, waerd se freeslik kjel; der wiene mar njoggen mear. As har man it to witten kaem, wie it net bêst. Yn alle haest bigoun se to sykjen: alle kjessens tilde se op en alle skieppefellen skodde se út, de sliepmatten kamen fan it plak en doe naem se de biezem en fage de flier. Mar yn 'e skymrige keamer, dêr't allinne troch de doar hwat ljocht foel, koe se net folle sjen en mei it lytse oalje-lampke socht se oer de liemen flier. Hoe great wie har blydskip, doe't hja einlings, tusken túch en ôffal de sulveren drachme foun. Hja gyng nei bûten en rôp har freondinnen en de buorfroulju gear en rôp: ‘Forbliidzje jimme mei my, hwant ik haw myn peinje foun, dy't ik weibrocht hie.’

‘Sa siz ik jimme’, spriek de Heare Jezus, ‘is der blydskip by Gods ingelen om ien sûnder, dy't him bikeart.’

* * *

Yn 'e tredde gelikenis dy't er dy kears fortelde, spriek noch dúdliker as yn dizze beide de einleaze leafde, dy't de Heit foar sûnders hat. It is it forhael fan 'e forlerne soan, sa't de minsken it almeast neame.

De heit dy't twa soannen hie
208

Earne yn 't lân fan Israël wenne in boer dy't twa soannen hie. Doe't de beide jonges great wiene, moasten se mei helpe op it lân; de heit koe har skoan brûke, hwant wol wie der gâns in keppel slaven, mar yn it drokst fan 'e tiid koene se it net mei eigen folk rêdde en hierden se der arbeiders by.

Foaral de âldste soan hie nocht oan it boere-wurk; hy libbe der yn en suver neat wie him to folle, de kjeld yn 'e winter net, noch by 't simmer de gleone sinne. Trou die er hwat him oplein waerd en de minsken founen, dat de boer it wol troffen hie mei sa'n fikse soan. Hja koene ek net witte dat er net syn bêst die út leafde foar syn heit, mar earst en meast foar himsels. Hy wie de âldste ommers en as syn heit de holle dellei, krige hy it dûbeld diel fan 'e erfenis. Dat wie him noait út 'e gedachten en elk stik fé, dat hja der by krigen, elk stik lân, dat hja kochten, elk sulverstik, dat hja weileine, makke syn erfdiel greater.

De jongste soan wie hiel oars. Ek hy die it wurk, dat de heit him hiet, mar hy gyng der net sa yn op as syn broer. It bidriuw koe ommers dochs noait fan him wurde en hy fielde der neat foar om altyd ûnder syn broer to stean. Syn heit soe dochs de pleats net yn twaën ha wolle, dat it wie better, dat er syn part opfrege en om fierrens gyng; yn in oar lân, earne yn in greate stêd, koe er handel driuwe en hwa wist waerd er noch net riker as syn broer ea wurde koe. It wie wol in hiel ding, sa jong noch en dan de wide wrâld al yn, mar der wiene mear dy't it diene en it aventûr lokke him.

Hy praette der oer mei har heit en dy foun it ek goed. It foel him wol swier om syn jongste gean to litten, mar it wie foar alles it bêste: it bidriuw hoegde net yn twaën en de beide jonges pasten elkoar op 'en dûr dochs net. Hy wie noch wol tige jong om al op himsels, mar as it der in kear fan komme moast, wie it mar better en wachtsje net to lang.

Op in kear fordielde de heit alles dat er hie yn trijen en de jongste soan krige it treddepart dat him takaem; doe't er alles oan jild makke hie, laedde er it sulver op syn kamiel en sa gyng er op reis nei it fiere lân. De heit seach him fuortriden, jong en moedich. Soe er him oait wer sjen? En hoe soe er weromkomme, as er àl wer

kaem, nei lange, lange jierren? It ôfskie wie him swierder fallen, as er tocht hie; it wie goed, dat it wurk der wie, de soarch foar it lân, de noed om fé en slaven en, fansels, de âldste soan. As er dy net hawn hie, dan hie er net witten hoe't er it úthâlde moast, dy earste ûnwennige wiken.

* * *

Yn in greate stêd, earne yn in heidensk lân, sette de jongste soan him nei wenjen; hy hierde in great hûs en liet it weeldrich ynrjochtsje, sa't it foege foar in soan fan in rike heit. Sa gau as er wend wie en hwat thús mei de minsken, soe er in saek opsette....

Al hiel gau krige er freonen yn 'e frjemde stêd, jong en fleurich, lyk as hysels en hy bigoun him thús to fielen. Fansels tocht er noch wolris oan thús, oan syn heit en syn broer, mar hie gjin langst om werom. En mei it wurk woe er ek net daliks bigjinne: it kaem him wol ta, dat er earst ris hwat wille makke, nei al dy

jierren op it lytse doarp en op it wide fjild. Hy hie jild genôch en as er him der letter ta sette, koe er der wol mear by winne. Yn sa'n stêd koe it net slim wêze om ryk to wurden. Mar it hie de tiid noch wol.

En alle dagen kamen de fleurige maten en alle dagen wie it feest. Hy hie noait witten dat it libben sa goed wêze koe en dat er sa folle mist hie thús; hy hie noch wol hwat yn to heljen! Dat praetten de freonen him ek foar, de freonen dy't libben fan syn jild en hja brochten him yn 'e kunde mei forkearde froulju; doe waerden de feesten noch helte wylder en soms duorre it de nacht út. Hy rekke oan 'e drank en hy krige al minder sin oan earlik wurk; hy hie der sels gjin erch yn, hoe hurd it jild him troch de fingers roun; it wie krekt as miende er, dat it net op koe. It kaem sa fier, dat er alhiel net mear oan wurkjen tocht en hoe soe er ek noch in saek opsette, nou't hiel de stêd him koe as in wylde bruijer, dy't it jild fan syn heit der troch jage?

* * *

Hy hie al net folle jild mear, doe't der in hongersneed kaem yn it lân dêr't er wenne. Yn koarte tiid wie alles op en wei en wist er net mear, hwat er ite soe. Yn dy greate need gyng er nei syn freonen en frege oft hja him helpe koene; hja hiene ommers syn jild mei opmakke, dat it wie net mear as har plicht om him to ûnderhâlden. Mar ynpleats fan to helpen, wiisden se him de doar en woene nearne fan witte. Dan hie er mar net sa dom wêze moatten, om alles der troch to bringen....

Sa stie er dêr yn 'e frjemde stêd en bitterder noch as alle earmoed, bitterder as de fûle honger, wie him de hún fan syn freonen. Nou wist er dan, hwat de freonskip fan de wrâld wurdich wie en nou tocht er wer oan syn heit, dy't him leaf hie en hwaens jild hy der trochbrocht hie. Mar dat wie foarby, foar altyd foarby. Noait doarst er syn heit wer ûnder de eagen to kommen.

* * *

Hy gyng nei in man dêr't er kunde oan krigen hie en frege om wurk; alles woe er wol dwaen en in heech lean bigearde er net. De man skodholle; wurk hie er net en hy wist net iens hoe't er al syn slaven de kost jaen soe yn dizze tiid fan krapte. De jongste soan joech noch net bilies; it gyng om it libben en hy liet him net mear fuortstjûre. Sa lang hâldde er oan, dat de oare sei: ‘Ik soe noch in man brûke kinne om op 'e bargen to passen, mar dat is fansels gjin wurk foar in Joad.’

De jongeman huvere. Dy ûnreine bisten, dy't gjin Israëlyt oait oanroere mocht! Mar hy koe it net wegerje en sunich sei er: ‘Ik nim it oan.’ Dit moast syn heit ris witte, dat hy, syn leafste soan, sa djip fallen wie! En doe't er dy jouns by de bargen siet, seach er mei bigearige eagen nei it foer yn 'e trôch. It wiene hurde, brune puollen dy't de minsken net ite koene en dy't earst roastere wiene, oars koe sels it fé se net fordrage, mar hy hie him der graech sêd oan ite wollen. En alle dagen die er syn wurk, mar it iten, dat er krige koe er net mei ta en noait wie er sûnder honger. En noait wie der ien, dy't him hwat joech fan it foer, dat de bargen ieten.

En doe't dat lang sa gien wie, dagen en wiken, bigoun er al mear oan syn heit to tinken. As er nou ris thús wie yn it âlde hûs, en heit siet oan 'e ein fan 'e tafel en de slaven droegen it jounmiel op. As er syn heit noch ien kear sjen mocht, noch ienkear syn freonlike eagen, noch ien kear syn seingjende hannen boppe it brosse brea. Syn heite jild, dêr't sa foar wrotten wie en dêr't er skatten mei winne kind hie, dat hie er fordien mei drank en froulju en nou siet er hjir yn in heidensk lân by dizze ûnhuere bargen. Mar sa mocht it net langer! Hy moast nei hûs en syn skuld bilide en sizze: ‘Heit, ik haw sûndige tsjin de himel en foar jo, ik bin net mear wurdich jins

soan neamd to wurden, mar nim my oan as ien fan jins arbeiders.' Miskien soe syn heit him noch yn 'e hûs nimme en sa net, dan hie er to-minsten syn sûnden biliden en dan koe er rêstiger stjerre....

* * *

Dy selde deis noch joech er him op reis. Hy hie mar amper mear de krêften ta de lange mars, hy roun op bleate fuotten en hy moast biddelje om brea, mar hy sette troch en moannen letter wie er wer yn it âlde lân en ticht by it âlde doarp. Hoe lang wie it lyn, dat er fuorttein wie, heech op 'e roeikjende kamiel, de sekken fol rinkeljend sulver? En nou kaem er thús as in earme bidler, de fuotten iepen, de wangen hol fan 'e honger. Mar slimmer as dat alles wie de skuld dy't er op him laden hie, de sûnde, dy't er noait wer goedmeitsje koe....

* * *

De heit stie bûten, doe't er der oan kaem en hy koe him al út de fierte. It like al oars as dy deis, doe't er fuortgien wie, mar it wie dochs syn soan, syn stal, syn stap.... En hastich, sa fluch as syn fuotten him drage koene, roun er it paed del en foel him om 'e hals en patte him. Hy frege neat en forwiet him neat; hy sei net: Hoe hast dit hawn, dat ik dy sa wer thús krij? Hy wie allinne mar bliid, dat er him wer hie en dat er, út 'e sûnde, de wei nei hûs wer foun hie. Doe naem er him by de hân en sa, net oars as wie er in hege gast, brocht er him nei hûs.

De soan koe earst gjin wurden fine, sa skamme er him en sa bliid wie er. Noch noait hie er witten, hoe great de leafde wêze kin fan in heit foar syn ûntrou bern. En stammerjend fortelde er hwat er dien hie en neat forswijde er. ‘Heit, ik haw sûndige tsjin de himel en foar jo en ik bin net mear wurdich jins soan neamd to wurden.’ Dat oare, dat er ek sizze woe: Meitsje my ien fan jins arbeiders, dat woe him net oer de lippen. Nei sok in wolkom paste it net mear; it soe in hún west hawwe foar de heit, dy't him al oannommen hie ta syn soan.

En doe earst seach de heit de slaven, dy't hastich nei bûten kommen wiene en dy't alles hearden. ‘Fluch’, sei er, ‘bring it bêste kleed en tsjoch it him oan, en doch in ring oan syn finger, en sandalen oan syn fuotten, en bring it meste keal, en slachtsje it, en lit ús ite en fleurich feest hâlde, hwant myn soan hjirre wie dea en is wer libben wurden, hy wie forlern en is weromfoun.’ En gjin ûre letter bigoun it blide feest.

* * *

It wie net ier mear, doe't de âldste soan thús kaem fan syn wurk. Fan fierrens seach er al, dat der hwat bysûnders wie; út alle finsters skynde ljocht en hy hearde de muzyk en it dounsjen. It moast wol in hege gast wêze, dy't sa ûntfongen waerd. En oan in slaef dy't it hiem oer roun, frege er hwat der oan wie en oft er wol nei binnen koe yn syn wurkersklean.

De slaef antwurde: ‘Jins broer is weromkommen en jimme heit hat it meste keal slachte, om't er him soun wer thúskrige hat.’ En hy fortelde alles dat er wist. De âldste soan stie forslein en koe it earst hast net leauwe. Doe waerd er lilk en woe net yn 'e hûs. Mar dat wie ommers troch alles hinne! It jild, dêr't heit en hy sa swier foar arbeide hiene, dêr't er skatten mei winne koe, hie er der trochjage en as in bidler wie er thúskommen. En dat er noch thúskomme doarst; dat er him net skamme! En dat de âldman net wizer wie! Ynpleats dat er him fan it hiem ôfreage hie, hiene se him it meste keal slachte. Dat wie foar him, de âldste, noch noait bard. Nou koe men dan sjen fan hwa't har heit it measte hâldde! Mar sa gyng it yn 'e wrâld: dy't syn heite jild der trochjage, dy waerd mei muzyk ynhelle en dy't thús bleau en altyd trou syn plicht die, die wie gjin tel. Yn elk gefal soe *hy* net mei oansitte oan it feest. ‘Siz mar, dat heit op my net rekkenje moat.’

* * *

Doe't de slaef it boadskip oerbrocht hie, riisde de heit oerein en roun hastich nei bûten. Dy middeis hie er de jongste thúshelle en nou gyng er om syn âldste út, dy't er net minder leaf hie. ‘Jonge’, sei er freonlik, ‘kom nou by ús, hwant hoe sil ik feestfiere, as ien fan myn soannen mist?’

En bitter sei de âldste: ‘Sjoch, ik tsjinje jo al sa folle jierren en noait bin ik tsjin in gebot fan jo yngien, en jo hawwe my noait ris in geitebokje jown om mei myn freonen feest to hâlden. Mar nou't dizze soan fan jowes kommen is, dy't jins jild fordien hat mei lichte froulju, nou hawwe jo him it meste keal slachte.’

Mar de heit sei tsjin him: ‘Bern, ik hoegde dy dochs neat to jaen, hwant dû bist altyd by my en al hwat mines is, is ek fan dy en dû koest witte, dat ik dy ek leaf haw. Mar nou moasten wy feesthâlde en bliid wêze, hwant dyn broer hjirre wie dea en is wer libben wurden, hy wie forlern en is weromfoun.’

* * *

Der stiene net allinne tolgearders by Jezus, doe't er dizze gelikenis fortelde, mar ek forskate Farizeën en foar allebeide wiene syn wurden ornearre. De tolgearders, dy't it mei de heidenen hâldden en tsjin it eigen folk stiene, dat wiene de forlerne soannen fan Israël en út it forhael dat Jezus forteld hie, koene se leare, dat der dochs noch hope foar har wie. Hja mochten mei har skuld en sûnden ta Jezus gean en as hja dat diene, soe God ek har oannimme ta syn bern. Hwant sa great is Syn leafde foar sûndige minsken, dat er se allegearre forjaen wol, as hja ta him gean, ek de slimsten, mei al har kwea.

* * *

Mar ek de Farizeën, as hja goed harke hiene, hiene harsels weromfine kinnen yn de gelikenis fan de man, dy't twa soannen hie. Hja wiene as de âldste soan en koene it net fordrage, dat Jezus ek nei de tolgearders harke, dat er har leare woe en sels mei har iet. It forhael dat Jezus fortelde, wie in earnstige warskôging foar har en as hja har net foroaren soene forskate tolgearders har foar gean yn it keninkryk fan 'e himelen. Hwant it keninkryk fan God *is* net foar minsken dy't tige from en tige bêst binne en dy't it och sa nau nimme mei wet en regel: it is foar har dy't birou hawwe en yn Jezus leauwe en allinne op him bitrouwe. It is foar de tolgearder en foar de rôver, foar de moardner en de dief - as hja har bikeare; it is ek foar de Farizeër en de Saduceër, foar de rêstige boargers en foar de Seloten - mar ek mar allinne, as hja har bikeare. It is foar de jongste soan, as er werom giet nei it heite-hûs; it is ek foar de âldste soan, as er him bikeart.

Jezus en de bern
209

It wie al wer in hiel skoft lyn, dat de Heare Jezus syn learlingen foarhâlden hie, dat hja wurde moasten as de bern en dat hja oars net yngean koene yn it keninkryk Cods. Hja hiene doe wol mei oandacht nei him harke, lyk as hja altyd diene as er har ûnderrjochte, en hja hiene har ek earlik foarnommen om to dwaen hwat er sei, mar dêrom diene se der noch net altyd nei. Bern wiene yn it Easten al net bot yn tel en dan sels wurde as de lytse berntsjes - it wie wol mei fan it slimste dat de Heare har oplizze koe....

Sa barde it op in kear, doe't der wer in greate skare nei Jezus harke, dat der ek memmen by him kamen mei lytse bern op 'e earmen. Hja hiene al sa folle fan him heard, hja wisten, dat er siken de hannen oplei om har to genêzen, nou leauden se fêst, dat it har bern ek goed dwaen soe, as er har seinge en har oanrekke. Hwa wist hoe sterk se wurde soene en hoe flink, as dy hillige rabbi har de hannen oplei en yn elk gefal soene gjin démonen har kwea dwaen kinne, nei dat hy har seinge hie.

Hja kamen moedich op Jezus ta. De rabbi wie sa goed, hy soe har fêst net sa weromstjûre en hy hâldde wol fan bern, dat hiene se wol oan him fornommen. Botte skjin wiene se net, - dat binne bern noait yn dat hite, droege lân - en hja droegen ek gjin moaie klean, lyk as de bern fan de greate lju, mar dêr joech Jezus fêst neat om. Hy hie alle minsken leaf en de earmen en de lytsen noch it meast.

'Lit de berntsjes ta my komme....'

Mar ear't hja noch by Jezus wiene, kamen de learlingen der by en wonken forheftich, dat hja fuort gean moasten. Hie de Master dan noch net genôch mei de greaten to stellen, dat hja him nou ek al lestich foelen mei sokke lytse bern? As se nou noch siik wiene, of der skeelde oars hwat oan, of as it bern wiene út 'e kunde, dan hie it sin hawn. Mar dizze froulju hiene se noait earder sjoen en it wie de fraech noch oft se

wol echt yn Jezus leauden. Mar as hja wisten, dat er de Kristus wie, de Salvling fan God en de forlosser fan Israël, hoe koene se dan by him komme mei sokke bern, dy't noch nearne fan wisten? Dat sokke minsken nou net wizer wiene! Har Master wie gjin wûnderdokter, dy't de minsken bilêze koe tsjin kwalen en kweageasten. En doe't de froulju net daliks fuortgyngen, bigounen se har strang oan to sprekken en leine har hurd op om al dy bern fuort to bringen.

Mar doe naem de Heare Jezus sels it wurd. Hy bigriep wol dat syn learlingen it goed bidoelden en dat hja earlik mienden, dat hja foar syn eare opkamen, mar dêrom wie it likegoed forkeard, hwat hja diene. Nei al dy tyd dat hja by him wiene, koene se witte, dat elk ta him komme mocht en dat er nimmen ôfwiisde, sels gjin lytse bern. En as hja syn wurden better bigrepen hiene, dan soene se witte dat hy net kommen wie om in ierdsk keninkryk op to rjochtsjen of om syn folk to bifrijen fan 'e Romeinen, mar om har to forlossen út 'e macht fan Satan, de greaten, mar likegoed de lytsen. ‘Lit de berntsjes ta my komme en hinderje har net’, spriek er, ‘hwant krekt foar sokken is Gods keninkryk.’ En doe rôp er sels de memmen by him en ien foar ien sloech er de earmen om de bern hinne en seinge har. Bliid gyngen de memmen wer fuort, bliid en tankber dat dy hillige rabbi omsjen woe nei har lytse bern. Hja sille net allegearre bigrepen hawwe hwat er har mei-jown hie, mar dat it hwat greats wie, hwat, dat gjin oar minske har jaen koe, dat leauden se wol. Noait soene se dizze ûre forjitte en as de bern greater waerden, soene se it har fortelle.

* * *

En de discipelen? Dy skammen har nou oer hwat hja dien hiene en noait hawwe se forgetten hwat hja dy deis sjoen hiene: de Heare fan himel en ierde, dy't de lytse bern yn syn earmen naem en har seinge. Ien fan harren, Mattheüs, hat ek dit foar ús biskreaun yn syn evangeelje. Hwant net allinne de tolve en net allinne de minsken fan dy tiid, mar elk dy't yn Jezus leaut, moat it goed witte, dat er ek de bern leafhat en dat er har ek it ivich libben jaen wol. En dan freget er net, hwat foar bern it binne, of hwat har âlden dogge, of yn hwat lân hja wenje, of hokker tael hja sprekke. Hy freget net oft hja blank binne of brún, oft hja moaije klean oan hawwe of net; hy freget allinne mar oft hja yn him leauwe en oft hja him har hert jaen wolle. En sels as hja greate sûnden dogge en folle kwea dien hawwe, dan noch wol er har oannimme, hwant hy is ommers kommen om foar ús sûnden to stjerren en ek foar bern hat hy syn libben jown.

De ûnrjochtfeardige rintmaster
210

It wie net allinne oer de dingen fan it Keninkryk en oer it ivich libben, dat de Heare Jezus mei syn learlingen spriek, mar hy learde har ek hoe't hja op ierde libje moasten. Ek oer de gewoane dingen fan it libben praette er mei har: oer it deistich wurk, oer it helpen fan 'e neiste, oer it ûntfangen fan gasten, oer it earjen fan heit en mem, oer it iten en drinken, oer de tankberens foar alle goede jeften, dy't de Heit yn 'e himel jowt. Hy learde har ek, hoe't de minsken it jild brûke moatte, dat God har tabitrout. It wie nedich dat de tolve ek fan dy dingen wisten, al hiene se sels gjin jild en bisit, - hja hiene ommers alles opjown om Jezus to folgjen - dat hja letter de gemeente ek yn dat stik leare koene. Bûtendat hie Jezus mear discipelen as de tolve allinne en dêr wiene guon by, dy't wòl jild en lân en huzen hiene. Foar dy brede rounte fan syn discipelen - hoewol't der ek dy kears wer Farizeën by stiene! - fortelde er de gelikenis fan de ûnrjochtfeardige rintmaster.

* * *

Der wenne yn in greate stêd in man dy't tige ryk wie en dy't gâns lân en pleatsen hie. In diel fan syn bisit lei tichteby, mar in oar diel lei gâns in ein fan hûs en dêr stie in rintmaster oer, dy't alles regele en dy't soarge dat de boeren op 'e tiid de hier bitellen. It wie him ek wier wol tabitroud, elk jier krige syn hear it part fan 'e fruchten dat him takaem en tagelyk tocht er ek goed om himsels. Hwant dizze rintmaster wie net earlik en hy foardere mear jild as de eigener him opdroegen hie; dat der to folle ynkaem hâldde er foar himsels en dêr libbe er ryk en fleurich fan. Dat dy boeren dêr krom foar lizze moasten en dat hja soms gjin iten genôch hiene foar har frou en bern,

dêr joech er neat om. Elk moast mar om himsels tinke, sa tocht hy der oer. En syn hear yn 'e stêd wie sa fier ôf, dy fornaem it dochs net.

It gyng fansels oan in tiid ta, doe waerd it de hear oanbrocht, hwat syn rintmaster die en doe't er it neijer ûndersocht hie en biwizen hie, liet er him daliks roppe. Hy wie tige lilk. Net allinne dat dy rintmaster yn wielde libbe fan in oar syn jild, mar hy brocht him ek op in minne namme; de boeren tochten fansels, dat hy sa ûnbarmhertich wie en sokke hege hieren ferge. Mar it wie nou út: de rintmaster krige syn ûntslach en hy soe immen oars yn syn plak sette.

De ûnearlike tsjinstfeint reizge mei in swier moed nei syn hear en doe't er foar him stie, wie er op it slimste ré: hy soe fansels foar de rjochter komme moatte en dan soe er in swiere straf krije. Mar it foel him genôch ta; hy waerd net útlevere oan it gerjocht en de hear sei allinne mar: ‘Hwat hear ik nou fan jo? Helje de boeken op en draech alles oer oan jins opfolger, hwant jo kinne net langer rintmaster wêze.’

De man wist net hwat er hearde, dat er der sa maklik ôfkaem, mar doe't er wer thús wie en alles klearsocht bigoun er der dochs oer to tinken, hoe't it nou mei him komme soe. It spiet him net, dat er ûnearlik west hie en birou hie er net, mar it muoide him al, dat nou syn fleurich libben oer wie. It stellen jild hie er neat fan oer, dat hy moast om oar wurk sjen. Mar hwa soe him noch yn tsjinst nimme, nei alles dat der foarfallen wie? En mei de hannen syn brea fortsjinje, dat koe er net; dat moast men yn jins jonge jierren leard ha, oars waerd it neat mear. Biddelje, dat koe elk, mar dat wie him dochs to min; dêr skamme er him dochs noch foar.

En doe krige er in idé. As er it ris by de boeren bisocht? Fansels, hy hie har jierren lang to folle ôfset, mar dat wisten se net; hja hiene altyd miend dat de lânhearre sokke hege hieren frege. As er it hwat handich oanlei en hy sloech de hieren in fiks ein ôf, dan soene se him noch tankber wêze en him letter yn har huzen opnimme en him de kost jaen. Dat sok dwaen ek al net folle better wie as biddeljen, dat kaem net iens by him op.

Sadré't er de boeken yn oarder hie, liet er de hoeren roppe en ien foar ien kamen se by him yn syn kantoar. Tsjin de earste sei er: ‘Hoefolle hier bitelje jo hast ek wer?’ De man wist it mar al to goed: ‘Hûndert fet oalje.’ De rintmaster socht tusken de papieren. ‘It komt út’, sei er freonlik, ‘hjir is it kontrakt, dat jo sels skreaun ha. Mar it hat my altyd al talike, dat it oan 'e hege kant wie: ik soe sizze, gean sitten en skriuw in nij biwiis en set net hûndert, mar fyftich.’

De boer wist net hwat him oerkaem. Fan hûndert fet op fyftich! Syn hannen trillen, doe't er it nije hierkontrakt skreau en it skymre him hast foar de eagen. Nou koe er dan ris ien kear hwat ekstra's keapje foar de húshâlding! De oalje wie djûr, dit jier! Hy stammere wurden fan tank. Mar de rintmaster woe der gjin praet fan hearre. Syn gesicht stie suver from, doe't er sei: ‘Wy moatte elkoar hwat helpe yn it libben. Hwa wit, kinne jo *my* nochris goeddwaen.’ De boer bûgde djip. ‘Ik hoopje, dat ik it jo nochris forgoedzje kin!’ Doe gyng er bliid de doar út. Fyftich fet oalje wie him skonken; de heale hier!

En dêrmei kaem de twadde de keamer yn. Hy koe him net yntinke, hwat er hjir moast, mar folle goeds koe it net wêze. Hy soe dochs de hier net wer opslaen, dy rintmaster? It wie al to heech, as men rekkene mei hwat oaren joegen. En dêr wie it al sa! ‘Hwat hier bitelje jo?’

Bidêst sei er: ‘Hûndert mjitte weet.’ Nou kaem it. En hy wist nou al net hwer't it weikomme moast! De rintmaster sei rêstich: ‘Ik miende it al. Mar ik haw der ris oer neitocht en it liket my ta dat it de hege kant neist is.’ Hy skoude him it hierkontrakt ta en treau him de skriuwstift yn 'e hân. ‘Skriuw it oer en meitsje der tachtich fan.’ De man stie in telmannich forslein, doe foel er del op 'e stoel en skreau it nije kontrakt.

It moast wol in goede keardel wêze, dy rintmaster, dat er sa om 'e boeren tocht! En dan gyngen der ek noch sokke nuvere praetsjes oer him!

En lyk as mei dizze twa gyng it dy deis mei alle oaren. De rintmaster lake, doe't de lêste de doar út wie. It hie noch moaijer west, as er har ek noch hwat forgoedzje kinnen hie fan hwat hja al dy jierren to folle bitelle hiene, mar dat wie ûnmooglik: alles wie op en wei. En it wie ek net nedich; hja wiene al blidernôch en as er mei koarten sûnder wurk wie, soene se him mei iepen earmen ûntfange. Hy hie yn ien dei mear freonen makke as oant nou ta yn syn hiele libben. En it moaiste wie, dat it him gjin sint koste hie en dat ek syn hear gjin skea litte. As er strak mei de boeken nei stêd moast, koe er mei de stikken biwize, dat er alles sa folle mooglik goed makke hie....

En sa kaem it ek. De hear naem him fansels syn amt ôf, mar hy priizge him ek, omdat er sa handich west hie. Hy hie alteast hwàt goedmakke en tagelyk hie er soarge, dat er freonen hie, dy't him ûntfange woene yn har hûs.

‘En sa’, spriek Jezus tsjin de discipelen, ‘moatte jim ek dwaen, mei it jild, dat God jim jown hat. Ek jim moatte jim freonen meitsje mei de ûnrjochtfeardige mammon, mei it jild, dêr't yn 'e wrâld sa folle kwea om dien wurdt. Hwant as jimme by jim libben goed dogge en de earmen helpe, dan sille se jim nei jimme dea, yn 'e himel, noch tankber wêze en jimme opwachtsje yn 'e himelske tinten. En ik siz jimme: as jimme it jild net goed brûke en jim helpe de neiste net, dan kin ik jimme it ivich heil ek net jaen. Hwant

as jimme dit ierdske jild al net bitroud binne, hoe sil ik jim dan de himelske skatten tabitrouwe? In slaef kin dochs gjin twa hearen tsjinje en tagelyk yn twa huzen wurkje? Sa kinne jim myn tsjinner net wêze en tagelyk in slaef fan it jild.'

* * *

De Farizeën dy't der by stiene en dy't ek tige op it jild wiene, wiene it lang net mei Jezus iens. Dy't jild en rykdom hie, dy wie in gunstling fan God en hwa't earm wie hie it himsels to witen, hwant earmoed wie in straf op 'e sûnde; sa tochten hja der oer. Mar hwat sin hie it om der mei dy rabbi oer to striden? Hja woene net iens mear mei him prate en wylst se nei Jezus seagen, snúfden se forachtlik.

De Heare murk it wol en al founen hja him net weardich om mei har to praten, hy achte himsels net to heech om har to warskôgjen. It waerd in skerp wurd, dat er spriek, mar it wie om har bêst. 'Jim dogge jim sels wakker moai foar by de minsken, en dy sjogge heech by jim frommens op, mar God ken jimme herten en dy hat in ôfgriis fan jimme. Jim sizze, dat jim yn alles de wet hâlde, mar ynpleats brekke jim de de geboaden fan God en dogge se net. As jim dan mar witte, dat it lichter is dat himel en ierde to neate gean, as dat der ien letter fan 'e wet weifalt.'

En om har noch ris wer to learen, dat der heger dingen yn it libben binne as jild en rykdom, fortelde er harren de gelikenis fan 'e rike man en de earme Lazarus.

De Rike en de Earme
211

Der wenne earne yn Israël in man dy't tige ryk wie. Hy hie gâns lân en gâns fé en mear jild as er oait opmeitsje koe. Syn hûs wie it greatste fan 'e stêd en alle dagen weroan gyng er yn 'e feestpronk: it fine linnen en it poarper dat ek de keningen droegen. Hwant wurkje die er net; foar it wurk hie er syn tsjinners en in hiele rige slaven en sels hâldde er alle dagen feest. 'Seis dagen silstû arbeidzje en al dyn wurk dwaen', sa stie it yn 'e wet fan Mozes, mar dat stie der fansels net foar him! Hy liet him de wet net stelle, sels net fan sa'n hillich man as Mozes. Hwat soe er him ek drok meitsje oer de geboaden en oer de tsjinst fan God? Hy hie alles, dat syn hert bigearde en hy koe alles krije dat foar jild to keap wie. En dat oare: it heil des Heare en it ivich libben, dat wist er net, hwat er dêr fan tinke moast. De Farizeën, dy diene wakker har bêst om de himel to fortsjinjen, mar as der nou ris gjin himel wie? De Sadduceën wienen ek gelearde mannen en dy hâldden stiif en strak fol, dat der neat wie en dat nei de dea alles út wie. Dat hy wist it net, mar de ierde, dy wie der yn elk gefal al en dêr hâldde hy it op. In prachtich hûs, goed iten en drinken, moaije klean - dan mochten oaren om him de himel hawwe.

* * *

Yn deselde stêd, dêr't de rike man wenne, wie in bidler, dy't gjin famylje noch freonen hie en dy't bûten dat noch tige siik wie. En it wie gjin bêste kwael, dêr't er mei oanhelle wie: hy koe net mear rinne en syn lichem wie bidutsen mei swolmen. It waerd al mar slimmeroan en de buorlju, dy't it sels ek al net rom hiene, wisten net hoe't hja der mei oan moasten. In man mei sokke iepene wounen koene se dochs net yn 'e hûs nimme: men wist net iens of it net oanhong en it soe net bêst wêze, as der har hwat fan oer kaem! Doe't it noch slimmer waerd, namen se him op en droegen him nei it hûs fan 'e rike; foar de brede poarte leine se him del en en gyngen

har wegen. Al sachts dat der yn sok in hûs noch ris hwat foar him ôffoel en sa net, dan wie der noch net folle wei....

De rike man wie der net bêst oer to sprekken, dat dy sike bidler dêr nou krekt foar syn doarren lei. Elke kear as er der lâns kaem yn syn prachtige draechstoel, elke kear as er útried, hie er der lêst fan. Mar hwat koe er der oan dwaen? Hy lei net op syn gerjochtichheit en as er him fan 'e strjitte helje liet, hie er him mei-iens ek op syn noed. Dat hy die mar, as seach er him net, ek al skamme er him foar syn hege gasten. Der wie ien treast: lang koe it noait mear duorje....

Dat wist de bidler nammers sels ek wol, dat er net lang mear libje soe. It spiet him ek net, hwant hy wie net bang foar de dea. By al syn illinde, bitroude er dochs op God en hy leaude fêst, dat syn sûnden forjown wiene en dat er ienkear yn 'e himel komme soe. Lazarus hiene syn âlden him neamd en it wie in goede namme, hwant Lazarus bitsjut: ‘God is myn help.’ En om't er dat wist koe er alles drage. Hy jammere net en klage net en hy flokte de rike net, as er foarby-

ried, de poarperen mantel om en de noas yn 'e wyn; hy hie net iens mei him ruilje wollen!

En dochs foel it him by tiden swier; hy wie ek mar in minske en hy hie hast altyd pine. En slimmer noch as dy pine, wie de honger. Soms tocht er: As ik my nou noch ien kear sêd ite koe, goed sêd, hwat in wielde soe dat wêze. Dan lei er stil en wachte oft de slaven net kamen mei hwat iten, dat oerbleaun wie fan it feest....

Fansels kamen se net. Allinne de hounen, dy wisten him wol to finen, de wylde hounen dy't gjin thús hiene en op 'e strjitten swurven. Lang koene se om him hinne slûpe, de reade tongen út 'e bek, de wrede tosken bleat. Al tichter kamen se by, net oars as wisten se, dat er gjin macht mear hie om har fuort to jeijen. Hy koe al lang gjin stien mear tille.... In pear fan 'e bretaelsten kamen flakby en slikken syn iepen wounen. Freeslik sear die dat, mar hy forbiet syn pine en lei deastil; by de minste biweging soene se trochbite. In wûnder, dat se dat oan't nou ta noch net dien hiene....

* * *

En doe kaem der in dei dat de earme Lazarus stoar en dat de hounen krigen, hwêr't se sa lang al op longere hiene. De minsken hellen de skouders op en gyngen wer fierder. Gjin bigraffenis! It wie hast it slimste, dat in minske oerkomme koe. Mar hja hiene altyd al tocht, dat God him gram wie, ek al hiet er dan Lazarus. Sa'n namme, dat holp ek al net! En dat wie dus it lêste....

Hja koene it ek net witte, dy froede boargers, dat dit de ein net wie, dat it ynpleats in bigjin wie, in bliid bigjin. Hwant deselde deis dat de hounen fochten om syn meager lyk, droegen de ingelen de siel fan Lazarus nei boppen, nei de himel ta.

Net lang dêrnei stoar ek de rike man en hiel de stêd roun út, doe't er to hôf brocht waerd. Noch noait hiene se by in bigraffenis safolle roukleijers sjoen en safolle muzikanten, noch noait hie der safolle folk roun achter de bier, noch noait hie it leedmiel sa oerdiedich west. Dit wie al oars, as doe mei Lazarus!

Der wie noch hwat, dat oars wie by de dea fan 'e rike: der wiene gjin ingelen, mar dat wisten de minsken net. Lazarus hie by al syn illinde op God bitroud en dêrom waerd er bihâlden; de rike man hie God net leaf hawn en dêrom gyng er forlern.

* * *

Doe't er syn eagen opsloech, wie er yn 'e hel, yn 'e flammen. Hy hie noait tocht, dat it koe, mar nou wie it dochs wier. En it wie syn eigen skuld! Hwerom hie er him net foroare, doe op ierde, doe't it noch tiid wie? En nou wie it to let, nou moast er boete dwaen foar syn kwea, sa lang oan't de lêste sûnde soend wie. Hoe lang moast er hjir noch lije yn dizze lôge? Jierren en jierren noch....

Né, it soe net ivich duorje, dat koe net. De heidenen, dy moasten ivich baerne en hy, hy hie it ek fortsjinne, mar hy wie in Joad, in soan fan Abraham. Ien kear, as er lang lit hie, dan soe Abraham komme en him helje en him dochs noch yn 'e himel bringe. Sa learden de Farizeën it en sa moast it wêze. De Sadduceën, dy leauden net, dat der in hel wie.... Dy dwazen.... O, God, dy flam, dy hite toarst....

En dêrmei seach er yn 'e fierte de himel iepen en oan 'e ein fan 'e tafel, op it eare-plak, lei Abraham. Hy seach him dúdlik, it koe net misse, it wie Abraham, de freon fan God, de heit fan alle Joaden. Né, hy koe nou noch net komme, it wie noch to gau, mar dat er him seach, dat er om him tocht, dat wie al in treast. Nou leaude er fêst, dat er hjir net ivich smachtsje soe, dat der dochs noch help foar him wie....

En noch skerper seach er. Hoe koe dat? Wie dat werklik Lazarus, dy't dêr lei njonken Abraham? Ja, it wie him, hy seach it nou dúdlik. Hwa hie dat tinke kinnen!

Dy't op ierde gjin tel wie, koe dy dêrboppe lizze oan 'e side fan Abraham? As er dat witten hie, dan hie er alles al oars dien. Der hie wol in keamer west yn syn hûs, dêr't Lazarus lizze koe en dêr't er dochs gjin ien yn 'e wei wie. En iten hie der ek wol west. Ien mûle mear of minder, hwat makke dat út?

En nou wie it to let. As Lazarus him nou ris seach en him oanklage by God.... Mar dat soe er net dwaen; hy hie him dochs ek noait kwea dien en Lazarus moast in goed man wêze, oars wie er dêr nou net. En Abraham, dy soe ek net lilk op him wêze! Hwa koe nou lilk wêze yn 'e himel, oan 'e tafel des Heare? Hy soe sels net komme kinne, dat wie noch to gau, mar faeks soe er Lazarus stjûre wolle....

En mei in útset lûd rôp er: ‘Heit Abraham, erbarmje jo oer my en stjûr Lazarus, dat er syn finger yn it wetter dipt en myn tonge forkuollet, hwant ik lij swiere pinen yn dizze lôge.’

Mar út 'e hege himel wei antwurde Abraham: ‘Bern, bitink, datstû it goed hawn hast by dyn libben en Lazarus net, en nou wurdt hy hjir treastge, mar dû litst pine. Dû hast him net holpen, doe't er foar dyn poarte lei, nou jowt it gjin foech, dat hy de himel forlit om dy to helpen. En bûtendat, it soe ek net ienris kinne, hwant der is in djippe ôfgroun tusken jimme en ús; gjin ien fan ús kin oait by jimme komme, sels al soe men it wolle, noch kin ien fan jimme dêrwei oerkomme nei ús ta.’

De rike man bûgde de holle en alle hope stoar wei út syn hert. ‘Gjin ien fan ús sil oait ta jimme komme.’ Nou wist er, dat syn lot bislist wie en dat sels Abraham net komme koe om him to rêdden út dizze helske flam. Dus ek in bern fan Abraham koe foar ivich

forlern gean! Mar hwerom hie gjinien him dat oait forteld, hwerom hie God him de boade net dien? It wie net rjocht! En syn fiif bruorren, dy't noch op ierde libben, dy wisten it ek net, dy soene hjir ek komme en him forwite, dat er har in forkeard foarbyld jown hie. O, dat mocht net, syn skuld wie sa al swierdernôch!

En jitris rôp er: ‘Dan freegje ik jo, heit, dat jo Lazarus stjûre nei de ierde ta, nei ús heite hûs, dêr't myn fiif bruorren wenje, om har alles to fortellen, dat hja ek net komme op dit plak fan piniging.’

Abraham lykwols sei: ‘Hja hawwe de boeken fan Mozes en fan 'e profeten, lit harren dêr nei harkje en har bikeare.’

De rike man skodholle. Dy boeken, dêr hie er sels ek wol yn lêzen, mar hy hie it noait leauwe kinnen. En, hast forwitend sei er: ‘Né, heit Abraham, mar as ien fan 'e deaden ta har kaem, dan soene se har bikeare!’

Noch ien kear naem Abraham it wurd en earnstich spriek er: ‘As hja nei Mozes en de profeten net harkje wolle, dan sille se ek net om sizzen jaen, al stie der immen út 'e deaden op.’

* * *

It wie wol in earnstige warskôging dy't Jezus joech mei dizze gelikenis. Hy woe de Sadduceën leare, dat it *net* út is mei de dea, dat der in himel is en in hel, dat de minske foar ivich *forlern* gean kin en dat er it ivich *libben* ervje kin en dat de beslissing falt by syn libben, noch foar syn dea. En de Farizeën woe er op it herte bine, dat net Abraham har rêdde koe en dat ek Abrahams bern forlern geane, as hja net leauwe yn him, dy't mear is as Abraham. Hy woe har ek leare, dat gjin rike hwat foar hat by God, mar dat de Heare it herte oansjocht: de earme dy't op God bitrout, dy wurdt bihâlden; de rike, dy't allinne libbet foar syn skatten, dy giet forlern.

* * *

Mar net allinne de minsken fan doe, mar elk dy't dit forhael yn it Evangeelje lêst, kin út dizze gelikenis hwat leare. Ek foar ús is der oars gjin bihâld as troch Jezus Kristus, troch him dy't riker wie as de man út it forhael en dy't om ús to helpen noch earmer waerd as Lazarus. It holp de rike net, dat er in bern fan Abraham wie - it soe ús net helpe, as wy lid wiene fan in tsjerke, as wy him net boppe alles leaf hiene.

En as wy yn him leauwe en alles fan him forwachtsje, dan sille wy miskien wol lijen en fortriet yn ús libben hawwe, mar dan sille de ingelen ús ek ien kear drage nei de himel ta, dêr't net Abraham, mar dêr't Kristus sels op ús wachtet.

Farizeën by Jezus
212

Net altyd, as hja nei Jezus hearden, lieten de Farizeën en Sadduceën it har skine dat hja him haten; soms diene se har foar as minsken dy't it goed mei him mienden en graech fan him leare woene.

Sa wie it op in kear bard, dat hja ta him kamen mei de fraech, oft Jezus in ‘teken’ dwaen woe, in wûnder dêr't hja dúdlik oan sjen koene, dat er út 'e himel kaem en Gods Soan wie. Hja setten der in gesicht by, as woene se sizze: En by sok in wûnderteken soene wy daliks yn jo leauwe.

De Heare Jezus koe fansels net oan har forsyk foldwaen. Hy *mocht* gjin wûnders dwaen, allinne om yn 'e gunst to kommen by de minsken en bûtendat: hja soene

dochs net leauwe, ek al die er in great wûnder. It iennichste doel dat hja hiene mei har fraech, wie om him biskamme to meitsjen foar it folk.

Mar ek al die er dan gjin teken, it antwurd bleau er har net skuldich! ‘Jimme’, sei er forwitend, ‘jimme freegje om in teken? Kenne jim dan de Skriften net, dy't fol steane fan my? Is it dan gjin teken, dat de profeten fan my sprutsen hawwe en dat in diel fan 'e profesije foar jimme eagen forfolle is? De tekens oan 'e loft forsteane jimme wol, hwant as de loft yn 'e jountiid read is, dan sizze jimme: “Moarn moai waer!” en as de loft moarns read is, dan sizze jimme: “It wurdt min waer hjoed!” - mar de tekens fan 'e tiid: myn wurd, myn lear, myn dieden, dy forsteane jimme net! Nou dan, ik sil jimme dochs noch in teken jaen: it wûnder fan Jona, de profeet. Jim leauwe dat Jona trije dagen west hat yn it yngewant fan 'e fisk? Sa sil de Minskesoan trije dagen wêze yn it hert fan 'e ierde. En lyk as de profeet nei trije dagen wer bifrijd waerd, sa sil de ierde my ek net langer hâlde kinne....’

* * *

En nei't er dit sein hie, liet er har stean en gyng syn wegen. Hy wist nou al, dat hja ek dit wurd gjin acht

slaen soene, mar ien kear, as er nei trije dagen opstean soe út it grêf, dan soene se der noch ris om tinke....

Nei dit petear, doe't er mei syn learlingen op 'e mar wie, warskôge er har jitris tsjin it sûrdaei fan 'e Farizeën en Sadduceën. Hja waerden der kjel fan, hwant hja hiene forgetten om brea to keapjen en tochten dat Jezus har dat forwite woe. Mar hy spriek: ‘Sit dochs net oer dat brea yn, dat jim forgetten hawwe. Witte jim net mear fan dy fjouwer tûzen, dy't sêd waerden fan fiif breaën en hoe't ik letter noch ris fiif tûzen spiizge haw? Né, mar wachtsje jim foar de lear fan 'e Farizeën, foar har geast dy't it libben bidjert, lyk as it sûrdaei hiel it brea sûr makket, sels as der mar in bytsje yn is!’

* * *

Op in oare kear seine de Farizeën tsjin Jezus: ‘Hwerom hâlde jins learlingen de ynsettingen fan 'e âlden net en ite se brea, sûnder dat hja earst wetter oer de hannen getten hawwe?’

Jezus antwurde skerp: ‘It is jimme leed, dat myn discipelen de oerlevering fan 'e âlden brekke, mar is it net folle slimmer, dat jimme, om dyselde oerlevering, de wet fan Mozes brekke? Hwant de Wet Gods seit, dat de minske syn heit en mem earje moat en neffens dat gebot is it jimme plicht om jimme âlden spize to jaen, as hja it krap hawwe. Mar jimme leare de minsken har foar dy plicht wei to winen: hja hoege mar to sizzen: “It iten, dat ik ús heit-en-dy jaen soe, is korban, it is offerjefte”, en hja binne frij fan helpen. Sels al offerje hja it dan net, dan hoege se it lykwols har âlden net to jaen, en sa hawwe jim dan de Wet Gods ûntkrêfte! Jimme skynhilligen! Wol goed hat de profeet Jesaja jimme tekene, doe't er sei: “Dit folk komt ta My mei de mûle en eart My mei de lippen, mar har herte is fier fan My.” Hwant ik siz jimme: net fan it iten, dat ta die mûle *yngiet*, mar fan sûndige wurden, dy't ta de mûle *útgean* wurdt de minske ûnrein.’

En doe't de discipelen letter seine: ‘Witte jo wol, dat de Farizeën it jo tige kwea ôfnommen hawwe, dat jo dat seine?’ spriek Jezus: ‘Ik wit it, mar ik moast it lykwols sizze. Lit har mar gewurde, it binne bline paedlieders fan in forbline folk en as de bline de bline laet, falle se beide yn 'e grêft. Hwant dit folk en dizze lieders, as hja har net bikeare, geane beide forlern....’

* * *

By noch in oare gelegenheit diene de Farizeën har wol tige freonlik foar: hja kamen by Jezus om him to warskôgjen foar Herodes! ‘Rabbi’, seine se, ‘gean hjir dochs wei út it gebiet fan Herodes, hwant wy hawwe heard, dat er jo deadzje wol.’

It hearde werklik moai: de Farizeën, dy't foar Jezus opkamen om him to warskôgjen, mar hy wist wol, hwat hja bidoelden en dat hja it net sa goed mienden as hja har foardiene. Hja woene graech dat Jezus fuortgyng en net langer it folk learde; dêrom makken se him bang mei Herodes. Mar hy wie net bang en hy liet him net fuortprate, de wyldernis yn. Herodes soe der wol foar oppasse him to deadzjen; hy hie der genôch mei to dwaen, dat er doetiids de Doper formoarde hie. Faeks dat er him leaver net yn syn lân hie, dat wie mooglik, mar gefaer wie der net foar Jezus yn Galiléa.

En tsjin de Farizeën sei er: ‘As jimme it dan mei Herodes iens binne en my graech fuort hawwe wolle, gean dan nei dy foks en siz tsjin him, dat er net lang mear lêst fan my hawwe sil. Ik gean dêrmei op reis, mar noch is de tiid net alhiel kommen: ik

bin dwaende démonen út to werpen en siken to genêzen en dat moat ik earst ta in ein bringe.’

En doe kearde er him nei it folk om him hinne en spriek: ‘Fansels moat ik op reis: hjoed en moarn en letter noch, om yn Jeruzalem to kommen, hwant ik moat stjerre en hwer soe in profeet oars deade wurde, as to Jeruzalem?’ Hy swei en it wie oft syn drôve eagen yn 'e takomst seagen. Hy seach himsels yn 'e strjitten fan 'e Davidsstêd, hy hearde it folk, dat him oerlevere oan Pilatus, hy seach him sels hingjen oan it krús, hy hearde de Farizeën, dy't him húnden en bispotten.... Né, net Herodes soe de hannen oan him slaen en him deadzje, mar it eigen folk soe him de dea dwaen. Net yn in frjemde stêd soe er stjerre, net yn Caesaréa, de haedstêd fan Herodes, net to Rome, de haedstêd fan 'e wrâld, mar yn 'e âlde Godsstêd Jeruzalem. O, hwerom woe dit folk him net oannimme, hwerom haten se him, wylst hy har sa leaf hie en har sa graech rêdde woe?

En wer naem er it wurd op en spriek: ‘Jeruzalem, Jeruzalem, dat de profeten deadet en stienniget hwa't ta har stjûrd binne, hoe faken haw ik al net bisocht om dyn bern gear to bringen, sa't in hin har piken ûnder de wjokken gearbringt - en jim hawwe net wollen. Sjoch, jimme stêd en jimme timpel sil oerjown wurde oan 'e fijân en sil fornield wurde.’

Ek dizze bittere klacht oer de stêd Jeruzalem namen de Farizeën har net nei: hja leauden net, dat de âlde Godsstêd oait ûndergean soe. De Heare soe noait syn stêd en syn timpel oan 'e fijân oerjaen; dy't soks sei, dat moast wol in forrieder wêze. Har haet tsjin Jezus waerd der noch fûlder om....

Frjemd en Eigen
213

Doe't de Heare Jezus op ien fan syn reizen troch it grinsgebiet fan Galiléa en Samaria triek, kamen him op in dei tsien melaetsken tsjin. Hja hiene al hiel hwat heard fan Jezus' wûndermacht en doe't hja him sa ûnforwachts kommen seagen, midden tusken syn learlingen en in skare folk, bigriepen se, dat hy it wêze moast en dat dit de kâns fan har libben wie. Dat er har helpe *koe*, dêr twivelen se net oan; it wie allinne mar de fraech oft er it dwaen *woe* en oft er har allegearre reinigje woe. Hwant dizze tsien melaetsken, hoewol't hja altyd meiïnoar op en út wiene, wiene net alle tsien Joaden: ien der fan wie in Samaritaen. Nou wie dizze iene wol in man, dy't foar de Joadske godstsjinst fielde en sels hast Joad mei wurden wie - oars soe er fêst net yn sok selskip forkeard ha! - mar it koe dochs bêst wêze, dat sa'n hillige rabbi him dêrom net genêze woe! Yn elk gefal hoegden se it him net to fortellen, hwer't dizze iene weikaem!

Midden op 'e wei bleauwen se stean en doe't Jezus noch in flink ein fan har ôf wie, bigounen se to roppen: ‘Jezus, Rabbi, erbarmje jo oer ús!’ De Heare bigriep daliks, dat dy roppende mânlju, dêr op 'e wei, melaetsk wêze moasten en dat hja dêrom net tichter by kamen. Sa wie it nammers ek foarskreaun yn 'e wet fan Mozes: hja moasten de klean to-skuord en it hier los en it burd bidutsen hawwe en al fan fierren moasten se roppe, dat se ûnrein wiene. Hy wist ek, hoe great it leed wie, dat hja drage moasten: dat hja noait thús komme mochten, dat hja gjin hûs en gjin thús mear hiene en dat hja noait wer better koene, as hy har net holp. In great meilijen wâlle op yn syn hert en like lûd as hja roppen hiene, rôp er har ta: ‘Gean hinne, en lit jimme sjen oan 'e preesters.’

De melaetsken bigriepen daliks, hwat Jezus bidoelde. Nei de preester gyng elke melaetske, dy't tocht dat er better wie en earst as de preester him rein forklearre hie, wie er echt genêzen en mocht er wer nei hûs ta. Hy woe har dus genêze, dy rabbi! En fuortynienen kearden se har om en gyngen de wei lâns nei it doarp, dêr't hja oars net komme mochten, en sochten it hûs fan 'e preester op, dy't dêr wenne. Noch mar krekt wiene se op wei, of hja seagen al, dat hja better wiene. De wite plakken wiene fordwoun en hja fielden har wer soun en sterk. Sels de preester, dy't tige krekt seach yn sokke dingen, en dy't har op 'en nausten ûndersocht, koe neat mear fine. Hja wiene rein, alle tsien en doe't hja it tankoffer brocht hiene, gyngen se bliid har wegen. Nou bigoun it libben op 'e nij, nou koene se oeral wer oan mei dwaen, nou stiene foar har alle doarren wer iepen. It wie hast to moai om wier to wêzen!

* * *

Fan al dy tsien blide minsken wie der mar ien, dy't mear oan Jezus tocht. De oaren wiene wol bliid mei har genêzing, hja hiene it reinigingsoffer brocht, mar hja achten it net nedich en gean apart nei Jezus ta. Hy hie har genêzen en wist dus dat hja better wiene; dan soe er ek fêst wol witte hoe tankber en bliid hja wiene. De iene lykwols, socht Jezus wer op. Hy moast him sizze hoe bliid en hoe tankber er wie; hy koe it ienfâldich net swije, sa fol wie syn hert der fan.

En sadré't er Jezus seach, roun er nei him ta - dat mocht er nou wer dwaen! - en wylst er mei lûde stim God forhearlike, foel er foar Jezus del en tanke him foar de genede dy't him jown wie. De Heare seach daliks, dat dizze iene in Samaritaen wie. En by syn blydskip om de tankberens fan dizze frjemde, kaem it fortriet om de ûntankberens fan it eigen folk.

‘Binne se alle tsien net rein wurden?’ frege er. ‘Hwer binne de njoggen dan? Wie der by dy allen dan net ien dy't weromgyng om God de eare to jaen, as allinne dizze frjemde?’

En doe, wylst er fol blydskip delseach op 'e Samaritaen oan syn fuotten, spriek er: ‘Kom oerein, en gean hinne, dyn leauwe hat dy bihâlden.’ En sa kaem it, dat de njoggen bern fan Israël wol rein waerden fan har kwael, mar net it ivich libben founen yn Jezus Kristus, en dat de iene dy't út Samaria wie, net allinne rein waerd fan syn melaetskens mar ek, foar alle ivichheit, in bern wie fan God.

* * *

It wie ek net de iennichste kear, dat Jezus klage oer de ûntank fan it eigen folk. It wie op in kear bard, dat er it wé útspriek oer de stêdden oan 'e kant fan 'e mar, de stêdden dêr't er de measte wûnders dien hie en dy't har dochs net bikeard hiene. In drôve, bittere klacht wie it wurden en it hie in djippe yndruk makke op 'e discipelen.

‘Wé dy, Chorazin! wé dy, Beth-Saïda! Hwant as yn Tyrus en Sidon de krêften bard wiene, dy't yn dy bard binne, hja soene har allang bikeard hawwe. En dû, Kapernaüm, soestû oan 'e himel ta forhege wurde? Né, mar dû silst oan 'e hel ta delfarre. Hwant as yn

Sodom de krêften bard wiene, dy't yn dy bard binne, it soe der hjoed-de-dei noch wêze en God soe it net fordylge hawwe. Mar ik siz jimme: It sil it lân fan Sodom draechliker wêze de deis fan it oardiel, as dy!'

De discipelen huveren, doe't hja it hearden. Dit wie al oars as hwat har altyd leard wie: dat Israël Gods eigen lân wie en dat alle heidenen ûnder de flok leine en dat dat altyd sa bliuwe soe. It wie ek hiel oars as Jezus gewoanwei spriek, hwant meastal hie er wurden fan treast en spriek der út syn wurden in great en djip meilijen. Sa hearden se him ek it leafst: har barmhertige hegepreester, dy't Gods genede forkundige oan in sûndich en oerhearrich folk. En dochs hie er har al faker sein, dat er net allinne op ierde kommen wie om frede en treast to bringen, mar dat der troch him en om him ek folle striid op ierde wêze soe.

Op in kear wiisde er har dêr ek wer op en sei: 'Ik bin kommen om fjûr op 'e ierde to werpen en hwat soe ik wol net jaen wolle, dat it al oplôge. Of miene jimme faeks, dat ik kommen bin om frede op ierde to jaen? Né, siz ik jim, mar om my sil der striid en fordieldheit wêze! Fiif sille fordield wêze yn ien en itselde hûs: twa sille foar my wêze en trije tsjin my; de heit sil tsjin de soan stean en de mem tsjin de dochter.'

It hearde de discipelen net ienris sa frjemd mear yn 'e earen, hwat Jezus sei: nou al wie der gâns striid yn Israël om him; nou al hâldde de iene him foar in forlieder en seach de oare him as de Messias; de iene biwearde dat er in démon hie en oaren hâldden fol, dat er út God wie. Ek letter, lykwols, doe't Jezus net mear op ierde wie en hja syn evangeelje forkundigen oan Joaden en heidenen, is dat wurd fan 'e Heilân yn forfolling gien.

De Rike Dwaes
214

It barde op in dei, doe't Jezus de skaren learde oer de himelske dingen, dat in jongeman nei foaren krong en rôp: 'Master, siz dochs tsjin myn broer, dat er it erfskip mei my diele moat.' It wie op himsels net sa'n frjemd forsyk, dêr't dy man mei kaem en it barde doedestiids wol mear, dat in rabbi útspraek die yn erfenis-kwesjes: it koste lang sa folle net as de rjochters fregen en it gyng folle flugger. Oer it algemien mochten de rabbi's der ek graech oer; it wie in teken, dat hja heech yn oansjen stiene by it folk en hja soene sa'n forsyk net maklik wegerje. De minsken om Jezus hinne tochten dan ek fêst, dat er dizze jongeman helpe soe en hja wiene tige binijd, hoe't er sok in kwesje oplosse soe; hy die ommers alles oars as de wetgelearden.

Mar de Heare Jezus tocht der net oer om partij to kiezen yn dizze erfenis-kwesje. As dy jongeman miende dat er him in hiele deugd die mei syn fraech, dan hie er it mis! Hjir stie hy nou en ûren lang hie er sprutsen oer Gods keninkryk en ynpleats dat dy man dêr nei frege en oer syn sûnden ynsiet, tocht er allinne mar oan jild en lân en slaven en oan 'e skatten, dy't syn heit neilitten hie. It wie altyd wer itselde: hy forkundige it folk it heil en hja waerden der net oars fan en lieten him prate. Dizze man miende it net slim, mar hy bigriep net dat er him de himelske skatten ûntkomme liet, mei't er alhiel opgyng yn syn ierdsk bisit. En hy woe har sa graech it ivich libben jaen.... It wie as yn 'e tiid fan Mozes, dy't alles foar syn folk oer hie en syn libben ynsette woe om har to bifrijen, mar hja harken net nei him en namen him net oan as har rêdder. Sa soene se ek mei him dwaen.

En mei hast deselde wurden, dy't destiids in Israëlyt tsjin Mozes sei, spriek Jezus: 'Man, hwa hat my ta rjochter of skiedsman oer jimme set?' It wie oft er sizze woe: Ik haw jimme oare, hegere dingen to bieden as in útspraek yn in erfenis-kwesje; mar dat nimme jim dochs net fan my oan en hwat jim al fan my bigeare, dat kin ik jim net jaen. Net foar sokke ierdske dingen bin ik delkommen út 'e himel!

En fierder seach Jezus net mear nei de man om: hy moast sels mar sjen dat er it mei syn broer iens waerd. Mar tsjin de minsken om him hinne sei er: ‘Sjoch dochs ta en pas op foar alle bigearlikheit, hwant it leit net oan 'e oerfloed, dat de minske libje kin fan syn guod.’ En om it har goed op it herte to binen, dat it libben net hinget oan rykdom en bisit, fortelde er doe de gelikenis fan 'e rike dwaes.

* * *

In ryk man, dy't gâns lân hie, stjûrde syn slaven út om 'e fruchten yn to heljen en dat jiers wjirre it him sa mei, en de bou droech sa folle, dat er gjin plak genôch hie om syn fruchten op to bergjen. Fansels hoegde dat ek net: hy koe hwat er to-folle hie

forkeapje en, as it der op oan kaem, wie dat sels syn plicht. Foaral yn dy tiid wie it in skande as immen syn nôt en wyn en oalje opsloech en der neat fan forkeapje woe: as elk sa die, koene de minsken yn 'e stêdden ommers gjin iten keapje!

Dat de rike man wist mar al to goed hwat him to dwaen stie, mar krekt dat iene woe er net. Net allinne *syn* lân hie tige droegen, mar elk hie in goed jier hawn en der kaem sa folle oan 'e merk, dat de priis der ôf wie. As er nou syn nôt en wyn forkocht, dan barde er der net folle foar en dat woe er net. Hy wist better rie: hy soe alles opslaen en syn âlde skuorren ôfbrekke en nije bouwe, greater en steviger, dat it nôt jierren en jierren goed bliuwe koe. Der kamen fêst wol wer krapper tiden en dan soene de prizen omheech gean en dan soe er alles forkeapje en greate winsten meitsje. It wie net sa't it hearde, mar dêr koe er him net oan steure! Elk wie him sels op it lêst it neist! En op in joun, doe't er lang oer syn plannen neitocht hie - hy seach de machtige skuorren al rizen boppe it lân! - sei er tsjin himsels: ‘Dû hast gâns nôt en wyn en oalje opslein foar frijhwat jierren, dat nim it der fan: yt en drink en formeitsje dy.’

Hy hie it allinne mar yn himsels sein, de rike, miskien net iens botte lûd en gjin ien hie it heard. Hwat hiene oaren ek to meitsjen mei syn plannen foar de takomst? En dochs wie der Ien, dy't it heard hie en dy't him antwurde: God sels. Hwant troch de stille keamer kaem Syn stim: ‘Dû dwaes, mei dyn plannen foar folle jierren, mienstû datst' mei dyn rykdom it libben keapje kinst'? Né, mar dizze selde nacht noch silstû stjerre en foar hwa sille dan al de skatten wêze, dystû opslein hast?’

Hwant sa giet it mei de minske dy't himsels skatten forgearret, mar dy't se net brûkt ta eare fan God.

* * *

En jitris, mar nou yn kleare wurden en sûnder gelikenissen, spriek Jezus ta syn discipelen dat it foar har net paste om yn noed to sitten oer de dingen fan dizze ierde. ‘Dêrom siz ik jimme: Haw gjin noed mei jim libben, hwat jim ite sille, noch mei jim lichem, hwat jim oandwaen sille. Sjoch nei de raven, hwant hja siedzje net en sichtsje net, hja hawwe gjin spyskeamer en gjin skuorre en God jowt har iten; hoefolle gean jimme dy fûgels net to boppen! En hwa fan jimme kin mei al syn noed en soarch syn libben ien jellen langer meitsje? As jim dat dan net iens kinne, hwat binne jim dan yn noed oer al de oare dingen? Sjoch nei de leeljes, hoe't hja net spinne en net weevje en ik siz jimme dat sels Salomo net klaeid wie as ien sa'n fjildblom. As nou God it gêrs, dat der hjoed stiet en dat moarn forbaernd wurdt, sa mei blommen sieret, hoefollestemear sil er jimme dan net klaeije, jim lytsleauwigen? En jimme, freegje net hwat jim ite en hwat jim drinke sille, hwant sokke dingen sykje de heidenen, mar jimme Heit yn 'e himel wit, dat jim dy dingen brek binne. Sykje dan alderearst Syn keninkryk en al dy dingen sille jim der op ta krije. Forkeapje dan hwat jim hawwe en jow it oan 'e earmen en sadwaende sille jim in skat hawwe yn 'e himelen. Rykdom dy't de minske op ierde hat, kin stellen wurde, jimme klean kin de mot forniele, mar jimme skat yn 'e himel kin gjin dief jim ûntnimme en kin gjin mot forniele. Wês dan mei jimme hert net by de ierdske dingen, mar by de himelske. Hwant hwer't jimme skat is, dêr sil jimme hert ek wêze.’

It Keninkryk der Himelen
215

Faek spriek de Heare Jezus tsjin syn discipelen oer it keninkryk, dat er op ierde oprjochte hie en dêr't elk by hearde, dy't him leaf hie en yn him leaude. En dat die

har dan altyd wer nij, as hja him sa sprekken hearden. It keninkryk der himelen - wis, mar it like net folle op in keninkryk! Ien rabbi, sûnder macht en ynfloed, tolve discipelen en dan noch in mannich minsken hjir en dêr, dy't yn him leauden en wisten dat hy de Messias wie. En dêrfoaroer de Farizeën en Wetgelearden, dy't him haten, Seloten dy't him forachten, in folk dat wol graech nei him harkje woe en dat jubele oer syn wûnders, mar dat dochs net yn him leaude.

Om har nou to learen, dat it keninkryk fan God wol lyts bigjinne moast, mar dat it yn stilte útgroeije soe en sterk en machtich wurde, fortelde de Heare in koarte gelikenis: ‘It keninkryk der himelen is as in mostersiedtsje, dat in man naem en yn syn ikker siedde. Dat is wol it lytste fan 'e sieden, mar as it folwoechsen is, is it greater as de túnkrûden en it wurdt soms sa great as in beam, dat de fûgels fan 'e himel komme en nestelje yn syn tûken.’

It wie wier, dat de discipelen noch net folle sjen koene fan it keninkryk fan har Heare, mar de gelikenis fan it mostersiedtsje mocht har in fêst biwiis wêze, dat it ien kear komme soe en hearskje oer alle lannen en folken. En sa is it ek foar ús. Ek wy sjogge soms noch sa'n bytsje fan it keninkryk Gods; der binne wol tûzenen dy't yn Jezus leauwe, yn alle lannen, mar der binne sa folle mear dy't him net kenne en neat fan him witte wolle. Der *is* in Tsjerke yn 'e wrâld, dy't it evangeelje fan Jezus Kristus forkundiget, mar dy Tsjerke is sa lyts en minmachtich en faek wurdt se fordrukt en bineare en de machthawwers fan 'e wrâld slaen der gjin acht op en harkje net nei har wurd. En dochs: it keninkryk dat sa lyts bigoun is, *sil* ien kear hearskje oer hiel de wrâld, it siedtsje *wurdt* in beam, de stien dy't Nebukadnezar seach yn syn dream, *sil* greater wurde, oan't er ienris de hiele ierde bislacht....

* * *

Noch twa gelikenissen fortelde de Heare Jezus eer it keninkryk fan God. ‘Alwer is it keninkryk der himelen gelyk oan in skat, dy't forhoalen wie yn in ikker. Doe't immen dy foun hie, forburch er him, en yn syn blydskip gyng er hinne en forkocht alles hwat er hie en kocht dy ikker. En alwer is it keninkryk der himelen as in keapman, dy't moaije pearels socht. Doe't er ien pearel foun hie fan hege wearde, gyng er hinne en forkocht alles hwat er hie en kocht dy pearel.’

Ek dizze beide gelikenissen hiene in djippe sin. De ikker, dat wie de wrâld, de wylde sûndige wrâld, dy't fan God net witte wol en dêr't de ûngerjochtichheit hearsket. Mar yn dy fordoarne wrâld wie in skat forburgen, dêr't de minsken net fan wisten: de gemeente fan Jezus Kristus en nou soe hy, de Soan fan God, dy wrâld keapje om sa syn gemeente frij to meitsjen út 'e macht fan Satan. En lyk as de man dy't alles forkocht om de ikker keapje to kinnen en lyk as de keapman, dy't der alles foar oer hie om dy iene pearel to keapjen, sa wie hy ek ré om de heechste priis to biteljen: syn libben, syn eigen dierber bloed.

Dat lêste, dat er foar syn bern op ierde stjerre soe, dat bigriepen de discipelen noch net, mar dat er alles foar har oer hie, dat er om har de himel forlitten hie, dat wisten se wol en dat makke har tige bliid. Hja wiene syn eigendom en hy de Breidgeman dy't har kocht hie en dy't har it ivich libben jaen soe. En doe't er har frege: ‘Hawwe jim nou bigrepen, hwat ik sein haw?’, doe koene se dochs nei wierheit antwurdzje: ‘Ja Heare, wy witte hwat jo bidoele.’

* * *

Mar net yn 'e wrâld allinne is der sûnde en ûngerjochtichheit, it kwea docht ek syn wurking yn 'e gemeente sels, yn 'e Tsjerke fan Jezus Kristus. En as men it der fan bûten net oan sjen kin, dan is it der wol yn it forhoalen: wrok en haet, gjirrigens en greatskens, hearsksucht en ûnbarmhertigens, ûnleauwe en dwaellear. It is net allegearre sa moai as it liket! ‘It keninkryk der himelen is as in sûrdaei, dat in frou naem en forburch yn trije mjitten moal, oan't it alhiel trochsuorre waerd.’

De discipelen sille dizze gelikenis wol better bigrepen ha, as wy it nou kinne: hja wisten hwat sûrdaei wie en hwêr't it it teken fan wie. Doedestiids brûkte de húsfrou om it brea to bakken gjin gist, lyk as by ús de bakkers, mar in bytsje sûrdaei: bislach dat bidoarn wie en dêrtroch in sûre smaek krige hie en dat it brea net lekkerder makke, al koe it der langer troch duorje. Dat bidoarne, sûre daei wie faek by Israël it byld fan ûnreinheit en op Paeske mocht it net iens yn 'e huzen to finen wêze: it paste net by it paeskelaem, dêr't gjin gebrek oan wie en dat in symboal en teken wie fan it Hillich Godslaem sels: fan ús Heare Jezus Kristus. En sa naem Jezus dat

sûrdaei, dat bidoarn wie, as byld en teken fan it kwea dat syn forhoalen wurking docht, sels yn Gods gemeente. Trije mjitten moal naem de frou: dat wie gâns in heap en dan hoegde se fuort net wer, mar dat lytse bytsje sûrdaei triek troch alles hinne en suorre alle breaën. En sa giet it ek yn 'e Tsjerke: in lytse dwaling, in lytse sûnde kin troch alles hinne-gean en alles bidjerre. De discipelen hawwe it wol goed forstien en doe't hja letter de gemeente bistjûre moasten, seagen se skerp ta en straften ek de lytse sûnden, dêr't de Heare sels har tsjin warskôge hie en strang wie har oardiel oer al dy dwaelgeasten, dy't de jonge gemeente op forkearde wegen laetten. Ek oer sokken hat de Heare dy deis in gelikenis sprutsen.

* * *

Der wie in boer, dy't goed sied yn syn lân siedde hie, mar op in donkere nacht, doe't de goede minsken sliepten, kaem syn fijân en struide ûnkrûd op 'e selde ikker, it giftige dolak, dêr't de minsken siik fan wurde en dat foaral as it lyts is tige op 'e weetplantsjes liket.

Dat yn it earstoan murk de boer der neat fan, mar doe't de weet opskeat en frucht sette, wie it dúdlik to sjen. De feinten hellen har hear der by en fregen: ‘Jo hawwe dochs goede weet yn 'e ikker siedde? Mar wer komt dan al dat ûnkrûd wei?’ De boer seach it lân oer en bigriep, hwat der bard wie. ‘Dit hat in fijannich minske dien’, sei er earnstich. De slaven fregen: ‘Sille wy hinnegean en al dat ûnkrûd der útlûke?’ De boer skodholle. ‘Né’, sei er doe, ‘as jim dat nou al diene, nou't de weet noch net ryp is, dan soene jim mei it ûnkrûd ek it weet útlûke en fan myn goede weet mei gjin plant forlern gean. Lit it weet en it ûnkrûd

meiïnoar opwaechse en as it oan it sichtsjen ta is sille jim earst it ûnkrûd gearfandelje en forbaerne en dan it weet yn myn skuorre gearbringe.'

* * *

Dyselde jouns, doe't der oars gjin ien by wie, fregen de discipelen, hwat dy gelikenis bitsjutte. Jezus antwurde: 'De ikker, dat is wer de wrâld en it goede sied binne de bern fan God, dy't libje yn 'e wrâld. Mar der is ek it ûnkrûd, de bern fan Satan en der komt in tiid, dat de ingelen har nimme sille en wije se yn 'e hel. Mar dat sil net earder barre as oan 'e ein fan 'e wrâld, hwant beide: goeden en tsjoeden, leauwigen en ûnleauwigen, bliuwe yn 'e wrâld oan 'e ein ta. Doch jimme dan letter ek geduld: brûk gjin gewelt om myn Tsjerke to suverjen, hwant jim kinne net yn 'e herten lêze en jim soene, mei de forkearden, ek wis de goeden deadzje. Wachtsje dan oan't ien kear myn dei kommen is en lit oan my it oardiel oer.'

Nei dy forklearring wie it de learlingen gâns dúdliker hwat de Master bidoeld hie en doe't hja letter forfolge waerden om'e wille fan Jezus, hawwe se noch faek tocht oan dit wurd. God liet de fijannen libje, ek al forfolgen se syn gemeente en lasteren se syn namme, salang oan't har sûnde folgroeid wie, mar Hy biwarre ek syn bern troch alle noed en gefaer en net ien fan har soe yn der ivichheit forlern gean. Mar net altyd soene de bern fan Satan triomfearje; it oardiel kaem, hwant de Heare sels hie it sein! Hja wisten net hwannear en hja hiene noait tocht, dat it safolle ieuwen noch duorje soe, mar dat it ien kear komt, dêr hawwe se noait oan twivele...

'It is mei it keninkryk der himelen', spriek Jezus, 'as mei it sleepnet, dat de fiskers brûke en dat allerhanne soarten fisk ophellet. As it net fol is, wurdt it op it strân lutsen en de fiskers geane der foar sitten en skiftsje der de reine fisken út en dogge se yn kuorren, mar al hwat ûnrein is en net doocht, dat smite se wei. Sa sil it ek gean de deis fan it lêste oardiel: de ingelen sille útgean en de rjochtfeardigen gearbringe yn 'e himel, mar de ûnrjochtfeardigen sille se werpe yn 'e bûtenste tsjusternis, dêr't it geskriem is en it toskegeknars.'

De lêsten earst...
216

De Heare Jezus hie al earder syn discipelen warskôge, dat ek hja, dy't him folgen en dy't alles foar him oer hiene, allinne út genede sillich wurde koene en dat hja neat foar hiene by oaren, dy't syn learlingen net wiene en dy't letter yn him leauwe soene. In tolgearder en in rôver, in Sadduceër en in Farizeër, in heiden sels, koe diel hawwe oan it keninkryk der himelen as er yn Jezus leaude en him bikearde. En noait mochten de discipelen út 'e hichte op sokken delsjen, noait mochten se dwaen as de broer fan 'e forlerne soan, dy't him sels to goed achte om mei syn broer oan 'e selde tafel to sitten. Yn 'e himel is der blydskip om ien sûnder dy't him bikeart - sa heart der ek blydskip to wêzen yn 'e gemeente fan Kristus, as immen syn sûnden ôfswart en in nij libben bigjint. En hwa't dat net docht, hwa't mient, dat er gâns better is as oare leden fan 'e gemeente, dy mei himsels wol goed ôffreegje, *oft* er wol diel hat oan it keninkryk Gods. Hwant it is yn it keninkryk der himelen oars as hjir op ierde: de lêsten wurde fakenfolle earst en de earsten lêst. Dy dingen skerpe de Heare syn discipelen jitris yn, doe't er har de gelikenis fortelde fan 'e arbeiders yn 'e wynberch.

Der wie earne in húshear dy't tige ryk wie en dy't gâns lân hie. Fansels hie sok in man de romte fan slaven, mar yn 'e tiid fan it sichtsjen en hjerstmis, as de druven ryp wiene, koene se it noch net mei eigen folk ôf en moast er der arbeiders by hiere.

Sa barde it dat er op in moarn bitiid nei de merk gyng om arbeiders yn syn wynberch. Hy trof it: der stiene gâns mânlju dy't gjin wurk hiene en graech hwat fortsjinje woene. Dat hy socht de flinksten der út en waerd it mei har iens foar in dénary deis, dat is sa likernôch njuggen stûren, mar foar dy tiid, doe't it jild safolle mear wurdich wie as nou, wie it in bêst dei-hier. De mânlju gyngen dan ek daliks nei de wynberch en diene tige har bêst.

It die lykwols bliken, dat der noch folk to min wie en de moarns om njoggen ûre gyng er jitris nei de merk en woun er wer in mannich arbeiders. ‘Gean jimme ek nei myn wynberch’, sei er, ‘en ik sil jimme jaen hwat billik is.’ En sa gyng it jitris om tolve ûre en om trije ûre yn 'e middei, mar doe waerd der oer it lean net iens mear praet; it wie al in wûnder, dat hja sa let op 'e dei noch oanslach krigen en to-minsten hwàt fortsjinje koene.

It wie fiif ûre dy middeis, doe't de húshear wer de merk oer kaem. Hy wie net fan doel om noch mear

folk to hieren, - hwat sin soe it ek hawwe, om ien ûre! - mar doe't er seach dat der noch altyd mânlju stiene, bigreate it him dochs. Hiel dy lange dei hiene se hjir stien to wachtsjen en iderkear gyngen oaren, dy't jonger en flugger wiene, foar. En hwa wist hoe'n forlet der thús wie fan hwat jild....

Hy gyng op har ta en frege: ‘Hwat steane jim hjir dochs de hiele dei sûnder wurk?’ Hja antwurden: ‘Omdat gjin ien ús brûke koe.’ En wer spriek de hear, lyk as er dy dei al sa faek sein hie: ‘Gean jimme ek nei de wynberch en hwat it lean oangiet, jimme sille ha hwat rjocht is.’ De mannen seagen him mei greate eagen oan. Wie der nou dochs noch wurk foar har, nou't de dei al hast om wie en de skaden al langer waerden? Soe der nou dochs noch hwat to iten wêze, as hja thúskamen? En mei greate stappen setten se nei de wynberch ta.

En sa waerd it joun, de tiid om op to hâlden mei it wurk en om it lean to barren. Fansels droech de hear sels de swiere ponge net, mar hy wie der by doe't de rintmaster de arbeiders rôp en har op 'e rige sette: dy't it lêst kommen wiene foarop, doe dy fan trije en tolve en njoggen ûre en it lêst de mânlju dy't de hiele dei arbeide hiene.

De arbeiders, dy't om fiif ûre kommen wiene, wiene tige binijd, hwat hja barre soene. Folle koe it noait wurde, mar dizze hear hie in goed hert, dat miskien krigen se der in pear sinten oerhinne.... En doe kaem de rintmaster op har ta en treau har elk in sulveren dénary yn 'e hân, it lean fan in folle dei! Hja seagen der forbjustere nei; dit moast in forsin wêze; dit koe ommers net foar ien ûre wurk? Mar de hear knikte har freonlik ta en wonk, dat hja nou gean koene. Doe stammeren se in wurd fan tank en setten de stap der yn. Joun soe it feest wêze thús, joun hoegden de bern net mei de lege mage op bêd....

Ek de mannen dy't om trije ûre bigoun wiene en dy fan tolve en njoggen ûre barden it folle dei-hier. Nou stiene allinne de earsten der noch, dy't al yn 'e iere moarn bigoun wiene en hja tochten fêst, dat hja nou mear krije soene. Dy't de hiele dei skrept hiene, dy hiene dochs rjocht op mear lean, as hwa't mar ien ûre oan it wurk west hiene! Mar doe't de rintmaster oan har ta wie, barden se neat mear as alle oaren.

En dêr stiene se dan, it sulverstik stiif yn 'e klamme fûst, en fan 'e rintmaster seagen se op 'e hear en fan 'e hear wer op syn tsjinner. Kaem der nou wier neat mear? Mar dat koe dochs net? As dy hear dan wier sa roijael wie as er him foardie, hwerom joech er har dan net dûbeld? En ien dy't tige prate koe en alles sizze doarst, gyng op him ta en sei: ‘Mar myn hear, dit komt dochs net út? Dizze lêsten hawwe mar ien ûre arbeide en jo rekkenje har gelyk mei ús, dy't de lêst fan 'e dei en de gleonens fan 'e middei droegen hawwe? As hja in dénary krigen hawwe, dan binne wy nedich twa!’

De hear seach de arbeider oan en antwurde: ‘Freon, ik doch dy dochs gjin ûnrjocht, as ik bitelje hwat ôfpraet wie? Dû bist it mei my iens wurden foar in dénary en dat hastû ek bard; nim dyn jild dan en gean dyn wegen. Astû krigest, hwat dy takomt, dan hindert it dy dochs neat, dat ik dy oaren mear jown haw as dêr't hja rjocht op hiene? Stiet it my faeks net frij mei myn eigen jild to dwaen hwat ik wol? Of kinstû it net goed sette, dat ik goed bin?’

Sa sille de lêsten earst wêze en folle earsten lêst....

Maria en Martha
217

Yn it doarpke Bethanië, ticht by Jeruzalem, hie de Heare Jezus in freon, dy't Lazarus hiet. Hy wie ryk, dizze Lazarus en hy wenne yn in great en deftich hûs mei syn beide susters, Maria en Martha. Alle trije leauden se yn Jezus en alle trije hâldden se folle

fan him, dat sa kaem it, dat er elke kear as er mei syn discipelen to Jeruzalem wie, by har útfanhûze. Hy kaem har noait to faek; elke kear as er kloppe op har doar, wiene se bliid dat hja him seagen en dat hja hwat foar har dwaen koene. Mar Jezus sels hong ek tige oan dizze trije minsken en yn hiele Israël wie der gjin ien dy't him sa goed bigriep en dy't sa folle foar him oer hie as Lazarus. It wie him ek altyd wer in freugde as er by har wêze koe yn it gastfrij hûs, dêr't de beide susters alles wol foar him dwaen woene.

Foaral Martha koe it har sels tige drok meitsje sokke tiden en sa wie it ris bard op in kear, dat Jezus mei de tolve by har kaem, krekt doe't it tiid wie om it iten op to dragen. Trettjin ûnforwachte gasten, dat wie sels foar Martha hast tofolle en hja draefde hast troch it hûs om alles ré to krijen. Der soe noait sein wurde, dat Jezus in kear to koart kommen wie yn it hûs fan Lazarus!

De Heare Jezus sels tocht net iens oan iten en

drinken; hy siet midden yn 'e rounte fan syn discipelen en learde har al wer. Ek Maria siet der by en harke mei gloeijende wangen-nei de wurden, dy't er spriek; al it oare forgeat se der by: it wurk, it iten dat birêdden wurde moast en Martha, dy't it allinne net ôf koe.

En al hurder skrepte Martha, al flugger roun se en mar fan tiid ta tiid heinde se in pear wurden op fan hwat Jezus spriek. It wie net, dat it har neat skele koe, hja hie ek wol graech oan syn fuotten sitte wollen, o sa graech, mar dat koe dochs sa mar net, midden yn it wurk! Maria, dy liet alles mar lizze, dy siet dêr mar en liet har alles allinne dwaen, dat hja hyt en wurch waerd fan it skreppen. Hwerom holp se nou net mei, dan koene se allegearre oan tafel gean en dan wie der tiid genôch to praten. En as Maria dan net wizer wie, hwerom sei Jezus der dan neat fan! Moast it dan sa komme, dat de Master honger litte yn har hûs?

Op it lêst, doe't Maria al mar sitten bleau, koe se it net mear úthâlde. ‘Heare’, sei se forwitend, ‘giet it jo net oan, dat Maria my mar allinne skreppe lit? Siz dochs tsjin har, dat hja my helpt.’

De Heare wist wol, dat Martha it goed miende en dat hja graech alles foar him dwaen woe, mar har forsyk koe er dochs net oan foldwaen. It wie goed dat Maria sa stil by him siet en nei syn wurden harke, hwant der binne dingen dy't der mear op oan komme as iten en drinken. Om him hoegden se gjin drokte to meitsjen, hy koe mei in sober miel wol ta, mar nei syn reden harkje, dat wie wol nedich. Hy koe mar sa selden by har wêze yn Bethanië, dat dy inkelde kearen, dat hja him hearre koene, moast al it oare wachtsje. En wylst er Martha oanseach, sei er earnstich: ‘Martha, Martha, jo binne yn noed oer folle dingen, mar ien ding is nedich! En Maria hat it goede diel keazen, hwant it keninkryk fan God giet boppe spize en drank.’

* * *

Martha hie dy wurden fan har Heare noait wer forgetten en gâns in skoft letter, doe't Lazarus siik waerd en stoar, die it bliken, dat har bitrouwen yn Jezus foaral net minder wie as dat fan har suster.

Lazarus fan Bethanië
218

De sykte fan Lazarus foel yn 'e tiid nei it Chanoekafeest, doe't de Heare Jezus yn Péréa wie, it lân oan 'e oare kant de Jordaen, dêr't destiids ek Johannes de Doper tahâlden hie. De beide susters seagen wol, dat har broer slim siik wie en dat de dokters him net helpe koene en dêrom stjûrden se daliks ien fan 'e boaden út om Jezus op to heljen. Hja twivelen der net oan, dat Jezus him better meitsje koe en hja tochten fêst, dat er sa gau mooglik komme soe. Lazarus wie ommers syn bêste freon en hwa soe dan net syn bêst dwaen om to helpen?

En doe't de boade fuort wie, sieten de beide froulju by it bêd fan 'e sike broer en wachten. As it mar net to let wie! Mar al gau seagen se, dat de koarts noch heger waerd en dat syn krêften minderen. Lang foar't de flugge boade werom wêze koe fan syn lange reis, stoar Lazarus, de freon fan Jezus en waerd bigroeven yn in rotsgrêf to Bethanië. En tsjin elk dy't by har kaem, dy swiere dei, seine de susters: ‘As Jezus by ús west hie, dan wie ús broer net stoarn....’

* * *

En wilens hie de boade Jezus foun en gyng op him ta en spriek: ‘Heare, sjoch, dy't jo leaf hawwe is slim siik.’

De discipelen waerden tige kjel, doe't hja de tiding hearden. Net allinne, dat it har bigreate om Lazarus en om syn beide susters, mar hja wiene ek bang, dat Jezus nou daliks wer nei Jeruzalem gean soe, de stêd dêr't de Farizeën al twaris bisocht hiene om him to deadzjen. Hja koène der net wer hinne, it wie net fortroud, mar de Heare hâldde sa folle fan Lazarus en hja leauden sels net, dat er hjir bliuwe soe en syn freon sa mar stjerre litte. Hy wie ek noait bang en hwa wist, hwat him oerkomme soe, as er nou dochs nei Bethanië gyng.

Jezus sels naem it him ek tige nei. Hy wie ek in minske, krekt as de tolve, dat hoe soe er net drôvich wurde as er wist, dat syn bêste freon slim siik wie? Hy tocht oan Maria en Martha, dy't dêr to-gearre sieten yn it greate hûs en dy't útseagen nei him. Mar al hoe't er har leed mei-fiele koe, hy mocht dochs net daliks mei gean; noch in pear dagen moast er hjir bliuwe en dan soe er op reis gean en syn freon opwekke út de deaden, dat hiele Jeruzalem sjen koe, hwa't er wie. De tredde kear soe dit wurde, dat er in deade it libben joech; de earste kear hiene allinne syn trije discipelen der by west, de twadde kear, to Naïn, hie in skare Galiléers it sjoen - nou soe er

Lazarus roppe út it grêf en sels syn fijannen soene it sjen. It soe har hate noch greater meitsje, mar dat moast ek, hwant de tiid kaem nou oan, dat er stjerre soe....

Hy koe it nou noch net sizze, hwat er dwaen soe, mar hy soe dy boade dochs in boadskip meijaen, in wurd fan treast foar Maria en Martha. ‘Gean werom’, spriek er, ‘en siz, dat dizze sykte net ta de dea is, mar ta de eare Gods, dat Gods Soan dêrtroch forhearlike wurde mei.’ De boade sette mei greate stappen ôf en ek de discipelen wiene tige bliid. Hja bigriepen net hwat Jezus bidoelde en tochten, dat er Lazarus better makke hie, lyk as doe yn Galiléa de soan fan 'e centurio. Dus, Lazarus wie wer better en hja hoegden net wer nei Judéa! It hie ek net kinnen, it wie to gefaerlik. En Maria en Martha soene wis wol wer in boade stjûre om to sizzen, dat Lazarus better wie en om Jezus to bitankjen.

Twa dagen bleau Jezus noch op datselde plak en al dy tiid neamde er Lazarus net. En doe, de moarns fan 'e tredde dei, sei er sa mar ynienen tsjin de discipelen: ‘Kom, lit ús wer nei Jeruzalem gean.’ Forheard, en tagelyk bang, seine se: ‘Rabbi, koartlyn woene de Farizeën en Sadduceën jo stiennigje en geane jo dêr nou dochs wer hinne?’ Jezus antwurde: ‘Binne der gjin tolve ûren yn 'e dei? As immen deis wannelet, dan stjit er him net, hwant hy kin alles om him hinne sjen, mar as er nachts reizget, dan kin er maklik falle, hwant dan sjocht er neat.’

In dei hat tolve ûren, bidoelde Jezus, en al ús noed en soarch kin dêr neat oan foroarje; sa hie God ek de tiid fêststeld fan syn wurk op ierde en dy wurk-dei moast hy, Gods Soan, fol meitsje. De fijannen soene him deadzje, mar net earder as it tiid wie, dat hy koe nou feilich nei Judéa gean: Gods dei wie noch net om. De learlingen mienden it goed mei him, en hja woene him sa graech biwarje foar alle gefaer en him forhinderje om nei Jeruzalem to gean, mar ek dat soe neat jaen: Gods dei kaem der neat letter om. Tolve ûren binne der yn 'e dei - gjin ien minder, mar ek gjin ien mear.

En wylst hja bigounen har reisfeardich to meitsjen, sei Jezus: ‘Lazarus, ús freon, is yn 'e sliep fallen, mar ik gean hinne, om him wekker to meitsjen.’ Jezus bidoelde, dat Lazarus stoarn wie, mar om't er in wurd brûkte, dat yn syn memme-tael ek ‘yn 'e sliep falle’ bitsjutte koe, bigriepen de learlingen it wer forkeard. ‘Heare’, seine se, ‘as in sike sliept, dan is dat in teken, dat er yn it betterjen is en dan hoege jo der gjin reis om to meitsjen.’

Doe sei Jezus rounút: ‘Lazarus is stoarn, en ik bin bliid, dat ik net yn Bethanië wie, hwant nou sille jimme in greater wûnder sjen en noch mear yn my leauwe. Mar lit ús nou ek gean.’

En noch wiene de tolve net ré om Jezus to folgjen. Hy sei it en dan doarsten se net to wegerjen, mar hja hiene graech yn Péréa bliuwe wollen. Ien fan harren, Thomas, sei somber tsjin de oaren: ‘Lit ús gean en mei him stjerre.’ En doe joegen se har op reis. Mar ynpleats fan greate blydskip om it wûnder, dat hja sjen soene to Bethanië, wie har hert swier fan leed om it gefaer dat drige to Jeruzalem.

* * *

It wie de fjirde deis, nei it forstjerren fan Lazarus, dat Jezus to Bethanië kaem. It hûs wie noch altyd fol freonen en kunde, dy't kamen om Maria en Martha to treastgjen, hwant hja hiene gâns freonen, net allinne yn har eigen doarp, mar ek yn Jeruzalem. Hja mienden it de susters goed en dy founen it ek wol moai dat hja sa mei-libben, mar soms waerd it har hast to drok mei al dy minsken om har hinne en dan koene se it net goedmeitsje. It wie altyd wer itselde. dat Lazarus sa'n goede broer foar har west hie en dat it sa'n griis wie, dat er sa jong stjerre moast. En dan altyd wer dyselde fraech, dy't har sels ek noait út 'e gedachten wie: hwerom moast

er nou krekt siik wurde, nou't Jezus sa fier ôf wie? Mar der wie gjin ien, dy't it antwurd wist.

En wer seagen se it foar har, de deis, doe't de boade thúskaem. ‘Ik haw goed birjocht’, rôp er har to-mjitte, ‘de Rabbi hat sein dat dizze sykte net ta de dea is.’ O, God, en doe lei er al mear as in dei yn it grêf! Hoe faek hiene se him net roppen, nei-tiid? Hoe faek hie er Jezus' wurden net wer oersizze moatten? Hja koene se út 'e holle, mar hwat joech it as de Heare sels net kaem? De earste trije dagen, doe hiene se noch hope, hja wisten sels net hwerop en hwerom, mar Jezus hie ommers al ris faker in deade opwekke. Dy wiene doe noch net yn it grêf, mar men koe noait witte, hy wie sa machtich! Mar nou wie it de fjirde deis al, nou koe it grêf net mear iepen, sa'n freeslike rook kaem jin to-mjitte. It wie nou dúdlik, hja moasten har broer misse. En hwerom, hwerom? Hy wie sa goed en hy leaude yn Jezus en dochs moast er foar syn tiid hjir wei. En dan kaem har dochs dat wurd wer yn it sin: Dizze sykte is net ta de dea.... Noch noait hie Jezus in wurd ta in minske sprutsen, dat net neikommen wie en nou wie er dochs net kommen.... Of soe it dochs noch kinne? De fjirde deis?

* * *

En doe gyng wer de doar iepen en boppe it gegouns fan al dy stimmen, sei in blide stim: ‘Jezus komt en hy is op 'e wei, net fier fan it doarp.’ Maria knikte; it wie goed dat de Heare kaem en dat hja syn wurden hearre soene, mar foar har broer wie it to let. Mar Martha stie al oerein en gyng nei bûten, it doarp

troch om him op to heljen. Hja roun sa hurd as se koe en doe't hja by him wie sei se: ‘Heare, as jo hjir west hiene, dan wie myn broer net forstoarn.’ En doe kaem har wer dat wûndere wurd yn it sin, dat de boade oerbrocht hie en stammerjend sei se: ‘Mar ek nou noch, dizze fjirde dei, wit ik, dat God jo alles jaen sil hwat jo fan Him bigeare.’ Fol spanning seach se Jezus oan. Hwat soe er nou sizze? Har hert bounze; har eagen rounen fol triennen.

Jezus sei: ‘Jins broer sil opstean, Martha.’

En sels dit wurd bigriep se noch forkeard. ‘Ik wit wol, Heare’, sei se, ‘dat er ien kear opstean sil, yn 'e opstanning de lêste deis.’ It wie in greate treast, to witten dat er by God yn 'e himel wie en dat ek syn lichem dêr ien kear komme soe, mar hja miste him *nou* en hja hie hope, dat er nou al opstean soe út it grêf.

Jezus naem wer it wurd op. ‘Ik bin de opstanning en it libben; dy't yn my leaut, sil libje, ek al wie er stoarn, lyk as Lazarus. Mar ek in elk dy't noch libbet en dy't yn my leaut, dy sil net ivich yn it grêf bliuwe: leauwe jo dat?’

Martha antwurde: ‘Ja, Heare, ik bin ta it leauwe kommen, dat jo de Kristus binne, Gods Soan, dy't yn 'e wrâld komme soe.’ En doe wist Jezus, dat er Martha neat mear hoegde to learen: dy't sokke wurden spriek, dy soe alles fan him forwachtsje. ‘Rop Maria’, sei er.

Fluch roun Martha nei hûs, dêr't har suster noch altyd siet to skriemen en sûnder dat de oaren it hearden, flústere se: ‘De Master is der en hy ropt dy.’ Maria sprong op. Niist wie se sa forslein, dat hja gjin moed hie om nei Jezus ta, mar nou fielde se dat hja nei him ta moast, dat hiel har hert nei him loek en sa hurd as hja koe, gyng se de wei op. Hja hie der net iens erch yn, dat hiel it selskip yn 'e keamer oerein riisde en har efternei kaem. Hja tochten dat Maria nei it grêf gyng, om har dêr út to gûlen en dan moasten hja ek mei om mei har to kleijen.

Jezus wie net fierder roun, doe't er Martha nei hûs stjûrd hie, mar wachte bûten it doarp op har en Maria. It hie syn doel west om rêstich mei har to praten en nou kaem al dat folk wer achter har oan. Hy mocht se ek net fuortstjûre, hwant hja moasten it sjen, hwat er aenstouns dwaen soe....

Maria wie by him en skriemend foel se by syn fuotten del. ‘Heare, as jo hjir west hiene, dan wie myn broer net forstoarn.’ It wiene deselde wurden, dy't ek Martha sein hie. Hoefaek, yn dizze fjouwer bittere dagen, soene se dat net tsjininoar sein ha, dy beide susters? Fol meilijen seach Jezus op har del, mar ear't er noch in wurd fan treast sizze koe, wiene al dy oaren der ek en, doe't hja seagen hoe't Maria skriemde, brieken se ek yn jammerjen út. Hast forgrime seach Jezus har oan. It wie net forkeard dat hja gûlden, - hwa soe net gûle by sa'n great fortriet? - mar Jezus seach fierder as dy triennen fan nou. Aenstouns soe er Lazarus it libben jaen en ynpleats fan to skriemen soene se jubelje, mar hja soene lykwols net yn him leauwe! Hjir stiene minsken by, dy't nou jammeren om 'e dea fan syn freon en dy't oer in pear moanne roppe soene: ‘Oan it krús mei him!’ En omdat er dat wist, dêrom koe er har triennen net fordrage en dêrom waerd er grammoedich oer safolle sûnde.

‘Hwer hawwe jimme him lein?’ frege er.

Maria en Martha antwurden: ‘Heare, kom en sjoch.’

En sa gyngen se meiïnoar nei it grêf, de discipelen, de Joaden út Jeruzalem, de beide susters en Jezus. Nou earst, nou't er net mear hoegde to praten mei oaren, hie er de tiid om oer Lazarus to tinken, Lazarus, dy't syn freon wie en dy't op him wachte hie, doe't er wraksele mei de dea. O, hwat wie it freeslik, dy wrede dea, dy't it libben fan 'e minsken ôfsnijt as in boer de druven. En oer syn wangen rounen de triennen.

De minsken om him hinne seagen it en flústeren der oer. Somliken seine: ‘Men kin wol sjen, dat er him tige leaf hie’, mar oaren mompelen: ‘Dy triennen komme to

let! Koe hy, dy't de bline de eagen iepene hat, net meitsje, dat Lazarus yn it libben bleau?'

Ek dy bittere wurden hearde Jezus en it die him leed. Wer waerd syn grime geande oer safolle ûnforstân. Tochten se dan wier, dat it him net swier fallen wie, dy dagen dat er yn Péréa bleaun wie omdat syn bêste freon stjerre moast? Koene se dan noch net bigripe, dat er ek dat dien hie, omdat de Heit it him oplein hie? Mar nou wie dan de tiid kommen: nou soe er har sjen litte dat er wier Gods Soan wie.

* * *

Hja stiene nou by it grêf, in wide spelonk mei in smelle iepening, dy't dutsen wie mei in swiere stien. 'Nim dy stien dêr wei', spriek er. Martha kaem hastich op him ta. Dat koe nou net mear; nei safolle dagen wie er net mear to sjen. 'Heare', sei se, 'it grêf kin net mear iepen; der is al sa'n lucht by.' Hy seach har oan, net lilk en dochs mei hwat fan forwyt yn syn eagen. 'Haw ik jo net sein: as jo leauwe, dan sille jo Gods hearlikheit sjen?' Doe namen in pear sterke mânlju de swiere stien en rôllen him fuort.

En foar it iepen grêf, dêr't de rook útkaem fan dea en fordjêr, stie Jezus, de Foarst fan it libben. Nou skriemde er net mear oer syn forstoarne freon, nou wie er ré om Lazarus to roppen út 'e dea en it grêf. Mar ear't er it teken die, woe er earst noch bidde, dat elk dy't der by stie, ek de Joaden út Jeruzalem, goed witte soene, dat er Gods eigen Soan wie en dat er de wurken die, dy't de Heit him oplei. Hy heve de han-

nen omheech en sloech de eagen nei boppen: ‘Heit, ik tankje jo, dat jo my heard hawwe; ik wist it ek wol, dat jo my altyd hearre, mar om de skare dy't om my hinne stiet, haw ik dit sein, dat hja leauwe meije, dat Jo my stjûrd hawwe.’

Doe bûgde er him nei it donker grêf en rôp mei lûde stim: ‘Lazarus, kom der út.’ En op datselde stuit waerd de deade wekker en gyng oerein en taestte om de iepening to finen, hwant net allinne syn lichem, mar ék syn holle wie mei doeken biwuolle. ‘Meitsje him los’, gebea er, ‘en lit him gean.’ En doe't Lazarus wer los wie en om him hinne seach, forheard as immen dy't wekker wurdt út in djippe sliep, doe briek út al dy mûlen de jubel los....

* * *

Der wiene forskate minsken, ek fan 'e Jeruzalemmers, dy't it machtich teken sjoen hiene, dy't fan dizze dei ôf yn Jezus leauden. Oan't nou ta hiene se it mei de Farizeën iens west en mienden se, dat Jezus út eigen krêft it folk learde en syn wûnders die, mar nou hiene se mei eigen eagen sjoen, hoe't God yn 'e himel syn gebet forhearde. De Farizeën mochten sizze hwat hja woene, mar dizze rabbi út Galiléa wie Gods Soan. En iepenlik, dat elk it sjen koe, diene se Jezus hulde.

Mar der wiene ek oaren. Dy hiene Jezus ek bidden heard, mar noch woene se net leauwe, dat it Gods krêft wie, dy't yn him wurke. Hja gyngen hastich nei Jeruzalem en dêr, yn ien fan 'e timpelgebouwen, waerd it Sanhedrin gearroppen. It koe sa net langer. ‘As wy him sa gewurde litte, sille hja allegearre yn him leauwe en dan sil hiel it folk him kening meitsje en wurdt it in machtich oproer. En as dat bart, dan sille de Romeinen komme, mei macht en gewelt en beide, ús lân en ús folk sille ûndergean. Dat biried jim nou, hwat wy dwaen sille, hwant dy minske docht folle tekens!’

Doe't hja it net iens wurde koene, hwat der barre moast en nimmen it oandoarst om mei in útstel to kommen, riisde Kajafas, de hegepreester oerein. Hy wie in hurd en wreed man, dizze Sadduceër, in freon fan 'e Romeinen en hy wie nearne binauder foar as foar de grime fan 'e Keizer. Rjocht en strang stie er dêr, in man dy't wist hwat er woe en dy't foar gjinien út 'e wei gyng. Suver forachtlik klonk syn lûd, doe't er sei: ‘Jim witte net hwer't it om giet en jim doare noch net troch to pakken. Mar ik siz jimme, dat it better is, dat ien man stjert om it folk to rêdden, as dat wy dy iene sparje en hiel it folk forlern giet.’

Der wie net ien mear op 'e gearkomste, dy't tsjin dit wurd ynlizze doarst. Sa't Kajafas sprutsen hie, sa foel it bislút: Jezus soe foroardiele en deade wurde. Mar hoe't dat wêze moast, en hwannear, dêr wiene se it noch net oer iens en dêr rieplachten se noch dagen lang oer. It fonnis waerd ek net iepenbier makke: it folk hoegde it net to witten, dan koene se it ek net foar him opnimme en Jezus mocht der ek neat fan hearre. Krekt as er der neat fan wist, koene se him it bêst finzen nimme as der in gaedlike gelegenheit kaem. It wie al in moai ding, dat nou de hiele Rie achter dit bislút stie en dat Farizeën en Sadduceën it alteast yn dit stik iens wiene. It wie dochs in great man, dy hegepreester, dat er al dy riedsleden sa nei syn hân set hie. ‘Ien man stjerre om it folk to rêdden....’

En Kajafas, de hegepreester fan Israël, wist sels net, dat syn wurden in profesije wiene: dizze Iene *soe* stjerre foar syn folk en net foar Abraham's bern allinne, mar foar alle bern fan God út alle folken en alle lannen en alle ieuwen....

De lêste Reis
219

Nei de opwekking fan syn freon Lazarus wie de Heare Jezus troch Péréa nei Galiléa gien en dêr wie er de hiele winter bleaun. Hy hie dêr foaral syn discipelen ûnderrjochte, mar ek oaren hiene nei syn reden harke en hy hie forskate wûnders dien. Wol wiene der net sokke greate skaren dy't him folgen, as yn it earste jier dat er hjir arbeide hie, mar hy wie hjir ek net yn gefaer fan syn libben, lyk as yn Judéa.

En nou wie de winter oer en wer kaem de Maeitiid mei grien en blommen, en wylst oeral de hôven bloeiden, en alles yn it roun fan libben tilde, gyng Jezus syn lêste reis op ierde oan, de swiere gong nei Jeruzalem, dêr't er stjerre moast. Hwant it roun nei Peaske en de selde deis dat yn 'e timpel de lammen slachte waerden foar it blide feest fan 'e forlossing út Egypte, soe ek syn bloed útgetten wurde om syn bern to forlossen fan sûnde en skuld. Hy wie ommers it greate offerlaem fan God en hy soe frijwillich it libben ôflizze en sa de wet folbringe....

Hy wist nou alles dat him yn Jeruzalem oerkomme

soe en syn hert wie swier fan leed as er tocht oan alle hún en smaed dy't de minsken him oandwaen soene, oan 'e giselslaggen en it krús, oan 'e skande fan it grêf. Mar ek yn dizze swiere ûre tocht er net allinne oan himsels, mar gyngen syn gedachten út nei de learlingen en woe er har jitris dúdlik sizze, hwat der mei him barre soe. Miskien koene se it ek nou noch net goed bigripe, mar it soe har letter ta treast wêze, to witten, dat er alles yn it foar al sein hie. Dan allinne soe it har dúdlik wêze, dat er net troch de macht fan 'e fijannen stoarn wie, mar dat er himsels frijwillich yn 'e dea jown hie en dat er, troch syn stjerren, de Satan oerwoun hie.

'....en wer kaem de Maeitiid mei grien en blommen....'

En dêrom rôp er syn discipelen by him en sei: 'Sjoch, wy binne op 'e wei nei Jeruzalem, hwant nou sil alles oan my folbrocht wurde, hwat biskreaun stiet yn 'e profeten. Hwant de Minskesoan sil oerlevere wurde oan 'e oerpreesters en de skriftgelearden en hja sille him foroardielje ta de dea en him giselje en oan 'e ein sille se him krusigje; mar de tredde deis sil er opstean út 'e deaden.'

It wie nou de tredde kear al, dat er mei syn discipelen spriek oer syn stjerren, mar noch koene se it net bigripe en noch woe it har net oan. Wis, hy hie it sein yn kleare wurden, dat er krusige en bigroeven wurde soe, mar it koe net wier wêze, sa't er it har oansein hie. It moast in gelikenis wêze, in soarte fan riedsel-spreuk, lyk as er wol mear tsjin de skaren spriek. Ek dizze sombere wurden soene har bitsjutting hawwe, lyk as elk wurd dat er sei in djippe sin hie, mar it koe net letterlik wier wêze, dat wie ûnmooglik. Hy wie de Messias en Gods Messias koe net stjerre: hy soe sitte op 'e troan fan David en hearskje oer Gods folk. Miskien dat him earst noch gâns striid en gâns muoite wachte, - wie it ek mei David net troch de djipte gien? - mar de ein soe hearlik wêze. Hja wiene ré om alles mei him to dragen en it like der op, dat it der nou op oan komme soe, dizze reis, mar hja twivelen net oan 'e oerwinning. En hoe fûlder de striid en hoe greater it gefaer, nammersto greater soe syn hearlikheit wêze! Syn hearlikheit - mar harres ek, as hja njonken him sieten yn syn heech paleis en mei him hearsken oer de tolve stammen fan Israël....

De Heare wist, hwat hja fan him tochten en it wie him leed, dat hja him nou noch noait bigriepen, mar hy bistrafte har net. Dat wie ek in stik fan syn lijen, dat syn trouwste freonen sa ierdsk fan him tochten en gjin each hiene foar syn geastlike ropping; dat hja him net seagen as it Laem fan God, sa't de Doper it ien kear sein hie, mar dat hja him altyd wer hâldden foar in kening dy't de Romeinen fordylgje soe.

* * *

Net lang dêrnei, op dy lêste reis nei Galiléa, barde der hwat, dêr't noch dúdliker bliken út die, hoe'n bytsje de discipelen noch forstien hiene fan Jezus' ûnderrjocht. Op in kear kamen Jakobus en Johannes, de beide soannen fan Sébedeüs, op Jezus ta. Hja wisten, dat er op dit pas allinne wie en dat de oare discipelen har net hearden en dat kaem ek mar goed út, hwant it wie wol in frjemde fraech, dêr't hja nou mei kamen. Sa frjemd, dat hja har mem meinommen hiene om foar har to pleitsjen.

Hja wie in frou dy't mei hiel har hert de Heare leaf hie en mei oare froulju wie se op reis nei Jeruzalem. Fan har soannen hie se heard, dat der dizze kear greate dingen barre soene en om't hja Jezus goed koe, doarst se him in greate gunst to freegjen. Hja roun moedich op him ta en liet har oan syn fuotten falle, mar doe wachte se earbiedich, dat er har earst oansprekke soe.

Jezus frege freonlik: ‘Hwat woene jo fan my?’

Hja seach him smeekjend oan. ‘Heare, as jo mei koarten sitte sille op 'e troan fan jins keninkryk, lit dan myn beide soannen sitte, de iene oan jins lofteren de oare oan jins rjochterhân.’

Hja wie bliid, dat it der út wie, en fol spanning seach se nei Jezus op. Hie se to folle frege? Hie se de oare discipelen ûnrjocht dien? Mar har beide bern

hiene alles forlitten om him to folgjen en it waerd tiid, dat hja ek ris om 'e takomst tochten! En Jezus soe it dochs in mem net kwea ôfnimme, dat hja foar har soannen opkaem, hy, dy't sels in mem hie, dy't safolle om him útstien hie?

En hja bigriep der neat fan, dat hja mei dy fraech it lijen fan har Heare noch swierder makke. Hjir wie er, op reis nei Jeruzalem en nou al foel it skaed fan it krús oer syn wei en ynpleats dat hja mei him litten, dreamden syn trouste tsjinners fan troanen en keningseare en hege amten. Njonken him woene se sitte yn syn keninkryk en hja leauden net dat ynpleats fan in troansit it krús him wachte! En fan har mem seach er nei syn beide discipelen en frege: ‘Kinne jim de lijens-tsjelk drinke, dy't ik drinke moat en doopt wurde mei de doop, dêr't ik mei doopt wurd?’

Johannes en Jakobus antwurden: ‘Ja, Heare, dat kinne wy.’ Hja mienden ek, hwat hja seine. Hja hâldden safolle fan him, hoe soene se dan it leed net mei him drage wolle, dat him wachte foar't er ta syn hearlikheit yngyng?

En noch waerd Jezus net lilk. By alle smert om har dwaze dreamen, seach er ek har leafde en har great bitrouwen en hy sei allinne mar: ‘It is sa, jim sille jim diel hawwe oan myn lijen, mar it sitten oan myn rjochter- en oan myn lofterhân, dêr haw ik net oer to sizzen: dat stiet oan myn Heit, dy't yn 'e himel is en Hy jowt it oan hwa't Hy wol.’ En mei dat antwurd koene de mem en har beide soannen hinne-gean.

* * *

Letter, dyselde deis noch, hearden ek de oare discipelen, hwat Jakobus en Johannes frege hiene en hja namen it har tige kwea ôf. Wie dat nou in manear om foar harsels de heechste amten to bigearen en net om 'e oaren to tinken? Hiene hja allegearre net alles forlitten om Jezus to folgjen en kaem it eare-plak yn 'e keningsseal *har* net likegoed ta?

Doe't hja al bitterder waerden tsjin de beide mannen, en al forheftiger, rôp Jezus har. ‘Jim witte net hwer't jim oer stride’, sei er. ‘De keningen op ierde hearskje oer har folk en de machthawwers fordrukke dy't ûnder har steane, mar sa mei it net yn myn keninkryk. Dy't fan jimme de earste wêze wol, dy moat net hearskje, mar dy moat de oaren tsjinje wolle. Bin ik jim dêr net al dizze tiid yn foargien? Haw ik oait oer jimme hearske en jim swiere lêsten oplein? Net om him bitsjinje to litten is de Minskesoan op 'e ierde kommen, mar krektoarsom, om to tsjinjen en om syn libben to jaen om jimme los to keapjen út 'e macht fan Satan.’

Dat lêste, dat er foar har stjerre soe, dat setten se fansels ek nou wer fan har ôf, mar hja skammen har al en strieden net langer om it heechste plak.

En achter Jezus oan, fol spanning oer hwat der barre soe, bang en lykwols bliid, reizgen se fierder nei de stêd Jeruzalem....

De Soan van David
220

Der wie wol gâns foroare, tochten de discipelen, sûnt hja doe nei Jeruzalem gyngen om it Leafhuttefeest to fieren. Doe wiene se hast ûngemurken troch it lân fan 'e Samaritanen tein, om't Jezus net mei de Seloten út Galiléa reizgje woe, nou reizgen se troch Péréa, de drokke wegen lâns; doe mijde de Heare de minsken sa folle as it koe en wie er mar it leafst mei har allinne, nou socht er suver de skaren en trick er mei har nei Jeruzalem; doe like it soms, as woe er foar it folk net witte hwa't er wie, nou spriek er aloan oer syn wurk to Jeruzalem en fan greate dingen, dy't dêr barre soene.

En net allinne de discipelen foel dit ûnderskie op, mar ek de skaren murken, dat alles oars wie op dizze frjemde reis. Doe dy kears wie it ek net gewoan: der broeide hwat en elk forwachte dat de Seloten in oanfal dwaen soene, dat der hong in frjemde spanning oer har, mar nou gyngen se bliid achter Jezus oan en dreamden fan greate dingen. Hja wisten sels net hoe't it kaem, mar hja hiene wol hoop, dat de rabbi nou fanwegen komme soe en dat er nou it keninkryk yn Israël oprjochtsje soe. Gjin ien doarst it to neamen en net ien frege der him nei, mar allegearre hopen se it en moediger noch as oare jierren songen se de optochtslieten. En elke kear as Jezus har wonk, om't er hwat to sizzen hie, waerden se daliks stil en hongen se oan syn lippen. As it nou ris wier wêze mocht fan 'e bifrijing út 'e macht fan Rome! It wie hast to moai, om it to leauwen. En yn elk gefal moasten se geduld dwaen, hwant hja wiene noch mar to Jericho, noch ûren en ûren fan Jeruzalem.

* * *

Earne by Jericho, oan 'e greate karavaen-wei, dêr't

de feestgongers lâns kamen, siet in bline bidler en frege elk om in jelmis. Hy hie wol minder plak bitinke kinnen, dizze soan fan Timeüs, lyk as er meastal neamd waerd; op trochreis nei Gods hillich hûs sieten de measte reizgers net sa fêst oan it jild. Allinne hwa't sels barmhertich wie en joech mei de golle hân, koe op Gods barmhertigens hoopje....

* * *

Mar hy tocht net allinne oan jild en net allinne oan rike jeften. De lêste tiden hie er gâns oer Jezus heard en faek oan dy wûndere rabbi tocht, dy't sokke machtige wûnders die. De lamme fan Bethesda, de man dy't blyn berne wie, Lazarus fan Bethanië.... Der waerd wakker ûngelyk oer him tocht, de Farizeën woene neat fan him witte en it folk seach him oan foar in profeet, mar hy, Bartimeüs, hie in eigen miening, dy't er him net ûntstride liet. In man dy't sokke dingen die, dat wie mear as in profeet en in learaer yn Israël, dat wie de Messias, de Soan fan David. Hy kaem út Nazareth en hy gyng mei tolgearders en sok folk om, hy hie gjin earbied foar de ynsettingen fan 'e âlden en hy briek de sabbat - it soe allegearre sa wol wêze, mar hy *wie* de Messias. En as er hjir lâns kaem - en hy hope mei al syn hert dat it nou, foar dit Peaske barre mocht - dan soe er him freegje oft er syn bline eagen genêze woe. Hy soe it net wegerje, dat leaude er fêst! As er mar kaem, as er mar net de koartste wei, troch Samaria, naem.

* * *

En doe op in kear hearde er wer in skare minsken kommen, lyk as der al safolle foarbygien wiene, mar dizze wiene fleuriger en noch lûdroftiger. Al tichter by kamen de blide stimmen. As er mar wist oft hy der by wie! Hy moast it witte; sa'n kâns mocht er him net ûntkomme litte! En lûd bigoun er to roppen: ‘Hwa komme dêr oan op 'e wei?’ De minsken sloegen him net ienris acht: hja hiene oare, greater dingen oan 'e holle, mar hy rôp wer op 'e nij, lûder noch en twingender. In hastige stim sei njonken him: ‘Jezus, de Nazarener, giet foarby!’ De Nazarener. It klonk hast hwat forachtlik, sa't dy man it sei, mar it hert fan 'e bline bounze fan blydskip. En hastich, dat Jezus him net ûntkomme soe, bigoun er wer to roppen: ‘Jezus, soan fan David, erbarmje jo oer my.’ Syn skille stim klonk boppe alle lûden út.

* * *

De minsken dy't foarop rounen, waerden der hast kjel fan. Dat sa'n bline stakker om Jezus rôp en dat er graech holpen wurde woe, dêr koene se ynkomme, mar it wie dochs net likefolle hwàt er rôp? ‘Soan fan David.’ Dat hoegde alleman dochs net to hearren, dat er de Messias wie? As it tiid wie, soe er it sels wol sizze. En syn fijannen koene it wol kwea ôfnimme en him biskuldigje fan oproer. ‘Man’, seine se, ‘hâld jo stil en rop sa net!’

Mar de bline harke net nei har forwiten. Dy minsken soene him net helpe, dat wist er wol, mar de rabbi sels moast him hearre. En noch lûder bigoun er to roppen: ‘Jezus, soan fan David, erbarmje jo oer my!’

* * *

De Heare Jezus bleau stean. Hy naem it de bline net kwea ôf dat er sa rôp en hy hie nou gjin biswier mear tsjin dy eare-namme: Soan fan David. Hja mochten it nou

witte, dizze Galiléers, dat hy de Messias wie en dat de Heit him stjûrde. ‘Bring him by my’, gebea er.

Hastich rounen se op 'e bline ta. ‘Hâld moed’, seine se, ‘kom oerein, hwant hy ropt dy.’ De bidler stie al; yn syn haest om by Jezus to kommen, stroffele er hast oer syn wide mantel. Hy die it him net oan tiid om de mantel op to nimmen en smiet him út; yn syn wite ûnderkleed stie er foar Jezus.

‘Hwat wolle jo, dat ik jo dwaen sil?’ frege de Heare. De bline antwurde: ‘Rabboeni, dat ik sjen mei.’ Doe stiek Jezus de hân nei him út en roerde syn deade eagen oan. ‘Wurd sjende’, spriek er, ‘jins leauwe hat jo bihâlden.’

En noch mar krekt hie er dy wurden sein, of yn 'e eagen fan Bar-Timeüs foel it ljocht; hy koe alles sjen: Jezus, de skare, de wite huzen fan Jericho, de donkere palmen. Hy dronk it suver yn, dy kleuren, dy foarmen en doe ynienen briek er los yn in hege jubel. Hy koe gean, mar hy tocht der net oer om Jezus to forlitten. Letter soe er wol nei hûs ta, mar earst sloech er de bûnte mantel om en jubeljend folge er Jezus. Hjoed wie syn plak by him, by syn Messias, dy't him de eagen iepene hie en dy't er sjen koe....

En de skare om Jezus hinne naem syn jubel oer en love God, dy't greate dingen dien hie. Hiene se it al net tocht, dat der wûnders barre soene op dizze reis? Hwat stie har noch to wachtsjen yn Jeruzalem, as it nou al bigoun? En dat dy bline bidler sjen koe en dat er Jezus folge, dat wie it greatste noch net. Soan fan David, hie er Jezus neamd en de rabbi hie it him net forbean en him net it swijen oplein. Dy't oan't nou ta noch twivele hie, dy koe it nou mar hearre: hy wie de Davidssoan, de Messias-kening fan Israël. Dit wie syn dei, syn ûre, en mei koarten soene se syn hearlikheit sjen!

En bliid en optein gyngen se fierder en tusken de huzen fan Jericho klonken har lûde psalmen. Noch noait hiene se sà songen, hwant noch noait hie it keninkryk sa deun-by west....

Sachéüs
221

Der wenne doedestiids yn Jericho in man, dy't tige ryk wie en yn 'e hiele stêd bikend: de tolgearder Sachéüs. Hy hie in hiele rige slaven en in prachtich hûs en alles dat syn hert bigearde koe er krije, bihalve dan fansels de freonskip en de achting fan 'e minsken. Hwant Sachéüs en de bilestingamtners, dy't er ûnder him hie, wisten mar al to goed, hoe't de boargers fan Jericho oer har tochten. Noait soe ien fan 'e notabelen har yn syn hûs biede, noait waerden se earne oan tafel noege, noait kaem der ien by har yn 'e hûs, of it moast yn it kantoar en foar saken wêze. Foaral de fûle Seloten haten har en de fromme Farizeën spuiden forachtlik op 'e groun, as hja ien fan harren tsjin kamen yn 'e smelle strjitten.

Net dat de measte tolgearders der swier oer tilden: hja diene har wurk en soargen, dat hja sels net oan 'e krapper-ein kamen en hwat oaren der fan tochten, dat liet har kâld. It wie allegearre foarskreaun hwat hja freegje mochten, mar dy't hwàt handich wie, seach wol kâns om mear los to krijen, dat de measte tolgearders diene hwat se woene en wiene yn koarte tiid ryk. Dat sette dan wer kwea bloed, mar hwat hindere it: hja stiene ûnder de hege biskerming fan 'e keizer en net ien soe har to nei komme.

Sachéüs lykwols, de oerste fan 'e tolgearders to Jericho, wie net sa ûnforskillich; hy hie der wòl lêst fan, dat de minsken him forachten en him in forrieder neamden. Hy wie gjin man, dy't allinne each hie foar jild en rykdom en syn jild en syn hûs wie er earlik oankommen, al soe er miskien yn al dy jierren wol ris in kear hwat to folle nommen ha. Mar dat hoegde er net tsjin 'e fromme boargers fan Jericho to sizzen: dy leauden yn it foar al, dat er alles stellen hie, mar God yn 'e himel wist, dat it dochs wier wie.

God. Krekt dizze lêste wiken hie Sachéüs faek oan God tocht, dat Dy alles fan him wist, ek syn sûnde en skuld, en dat der allinne by Him frede wie foar syn ûnrêstich hert. Tusken him en de minsken koe it noait wer goed, - dan soe er al syn bisit opjaen moatte en mei de keizer brekke - mar it moast al yn oarder mei God en him. Mar hoe soe er oait syn sûnde wer goedmeitsje, as gjin ien him it paed wize woe en as de fromme lju him bûten de timpel kearden? Koe er der mar ris oer prate mei ien dy't er fortroude, mar hoe soe er oait mei sa'n ien yn 'e kunde komme?

Hy wist wol ien dy't him miskien helpe koe: de rabbi fan Nazareth, mar dy soe er wol noait komme to sjen, lit stean dat er ûnder fjouwer eagen mei him prate soe. Der waerd oars sein dat dy rabbi wol mei tolgearders spriek, dat er sels wol by har oan hûs kaem en mei har iet. It wie net ûnmooglik: yn Galiléa koe der altyd mear op troch as hjir to Jericho, sa ticht by Jeruzalem, mar yn elk gefal holp dat him net. Hy soe al bliid wêze as er him ris ien kear *sjen* koe, al wie it dan bûtendoar en yn it foarbygean, hwant nei alles hwat er fan him heard hie, leaude er fêst, dat it in hillich man wie.

* * *

En doe kaem de dei dat Jezus de bline Bar-Timéüs de eagen iepene en dat er mei in skare Galiléers troch Jericho triek. Sachéüs wie daliks biret: hy liet syn wurk en syn boeken wêze en roun it kantoar út en de strjitte op. Fan fierren hearde er al de hege jubel fan 'e skare en hy roun noch hurder om mar gau by Jezus to wêzen.

Mar yn syn haest om de rabbi to sjen, hie Sachéüs ien ding forgetten: dat er tige lyts wie en dat er noait oer al dy minsken hinne sjen koe, dy't har forkrongen om Jezus. Foar him, in tolgearder, soene se fansels ek gjin romte jaen wolle, dat hoegde

er net ienris to freegjen. En sa roun er efter de skaren oan, de strjitten troch en de poarte út; miskien dat it op 'e wei noch hwat tafoel en dat er him dêr noch sjen koe. En as ek dat mislearre, tocht er mismoedich, as er alhiel net by de rabbi komme koe, dan hie alles om 'e nocht west, dan koe er der him wol ôfsette....

It foel *net* ta, ek bûten de stêd net, op 'e brede wei. It hie gjin sin mear dat er noch langer mei roun, in lyts mantsje mei syn greate langst nei Jezus. En dêrmei foel syn each op in wylde figebeam oan 'e kant fan 'e wei, in ein foar de skare út. It koe fansels net, foar in man op syn jierren en fan syn posysje, dat er dêr yn klom: hy wie op it lêst gjin greatjonge mear, mar hwat koe er him dan moai sjen! De beam wie ek maklik om yn to klimmen en om dy minsken, dy't him dochs al hunen om syn wurk, hoegde er it ek net to litten! Hy seach om him hinne en wist net hoe't er soe.

En doe ynienen naem er in bislút. It gyng om Jezus en dan moast al it oare wike. Sa hurd as syn koarte skonken him drage koene, roun er foarút, op 'e beam ta. Dêr smiet er de bûnte mantel út en bigoun to klimmen. De rabbi wie noch net oan him ta; hy hie alle tiid om hwat to bikommen earst. Prachtich siet

er hjir; as er goed harke koe er faeks in pear wurden heine fan syn hillige lippen.

‘Prachtich siet er hjir....’

De Galiléers dy't foaroan rounen en de loovjende Bar-Timéüs hiene dat bihindich mantsje wol sjoen, dy't dêr as in great-jonge yn 'e beam kleau; hja founen it net ienris tige frjemd: hwerom soe men net yn in beam klimme, as Gods Messias der oan kaem? En Bar-Timéüs seach dochs al net gau niget op dizze wûndere dei. ‘Heil de Soan fan David!’

* * *

Jezus sels hie Sachéüs ek klimmen sjoen yn 'e wylde figebeam en hy wist fan syn ûnrêst, fan syn djip birou, fan syn langst nei frede en hy naem daliks it bislút om him to helpen. Dizze man, dy't dêr yn 'e beam siet om in skym fan him to sjen en in inkeld wurd fan him op to heinen, dêr soe er rêstich mei prate yn syn eigen hûs. It soe in blide dei wurde foar de lytse tolgearder en tagelyk in teken foar hiel dizze skare. Hja rôpen noch altyd, dat er de Soan fan David wie, de Messias, dy't komme soe, mar hja tochten oan in Messias, dy't it lân fan God suverje soe fan Romeinen en fan sok folk as Sachéüs. Hjoed soene se ynpleats in Messias sjen, dy't mei de tolgearders iet en oanlei njonken Sachéüs. En hwa't dat net woe, hwa't sok in Messias net bigearde, dy soe it keninkryk net sjen en gjin diel oan him hawwe! Hwant de tiid wie nou dêrmei kommen, dat elk de kar dwaen moast, foar him of tsjin him, in oare wei wie der net....

En wylst er stean bleau ûnder de beam, seach er Sachéüs oan en sei: ‘Kom daliks út 'e beam, Sachéüs, hwant ik moat hjoed yn dyn hûs bliuwe.’ De lytse tolgearder waerd kjel en klamme him fêst oan 'e tûken. Wist dy rabbi dan alles? Koe er syn namme en wist er dan hwat der omgyng yn syn hert? Mar dan wie er mear as in hillich learaer, dan wie it wier hwat dy Galiléers songen, dan wie er de Messias-kening fan Israël. En in kening kin men net wachtsje litte. Fluch liet er him nei ûnderen glide, en bliid roun er njonken him, werom nei de stêd. Wylst er mei Jezus siet to praten

yn syn eigen keamer, makken de slaven it gastmiel ré. Der waerd neat sparre, hwant dit wie in greate dei: Sachéüs, de amtner fan 'e *keizer*, hie hjoed syn *kening* to gast. En doe't hja oanskikten oan 'e lange, platte tafel, stiene de doarren noegjend iepen. Elk dy't woe mocht der yn komme en hearre nei hwat Jezus to sizzen hie tsjin de oerste fan 'e tolgearders....

Fansels kamen se lang net allegearre. De tolve, dy gyngen mei Jezus, ek al foel it har ôf, dat de Heare om sa'n ien de reis nei de timpel ôfbriek en guon Galiléers, dy't it thús ek net al to krekt namen mei de foarskriften fan rein en ûnrein, dy gyngen moedich de wide ytseal yn. It wie frjemd, dit gastmiel yn Jericho, mar hja bleauwen by Jezus en woene gjin wurd misse fan hwat er sei.

Mar de measten stiene bûten, de fromme boargers, de fûle Seloten, de strange Farizeërs. As dy rabbi fan Nazareth him dan ôfjoech mei tolgearders en sûnders, dan soene hja de wiisten wêze: hja gyngen der net yn. Hja soene har Peaske net bidjerre om sa'n dief as Sachéüs! En *as* Jezus wier de Messias wie, dan kaem dit net to pas! Of soene se har dochs noch forsind ha? Wie dizze rabbi, dy't de blinen de eagen iepene, dochs net de kening dy't komme soe? En al forheftiger praetten se der oer en al lilker tochten se har sels.

En hja wisten net, dy froede mannen, hwat hja misten, dêr yn 'e strjitten fan Jericho. Hwant yn it hûs fan Sachéüs die Jezus wer in wûnder, in wûnder dat net minder great wie as dat oan Bar-Timéüs: hy naem de tolgearder oan ta syn bern en forjoech syn skuld en Sachéüs leaude yn him.

* * *

Oan 'e ein fan it miel riisde de gasthear oerein. Hy wie sa bliid, dat Jezus nei him omsjoen hie en dat er

nou dochs noch it heil foun hie, dat er it net swije koe. Hjoed soene al syn gasten witte, dat hy, Sachéüs, in foroare man wie. Hy hoegde syn wurk net op to jaen, dat bigearde Jezus net, hy hoegde him yn neat to foroarjen, mar hy woe dochs hwat dwaen út tankberens foar it heil, dat him hjoed barre mocht. En it soe gjin lyts offer wurde: by sok in greate genede foege gjin lytse jefte. Lûd, dat elk yn 'e seal it hearre koe, spriek er: ‘Sjoch, de helte fan al myn guod, Heare, jow ik oan de earmen en as ik immen hwat ôfset haw, dy kin komme en ik sil it him fjouwerdûbeld weromjaen.’

De gasten om 'e tafel waerden der stil fan en hja skammen har, dat hja sa forkeard oer Sachéüs tocht hiene. Hy wie foroare en hy moast Jezus wol tige leaf hawwe, dat er sok in offer bringe koe, mar hy koe ek foartiid gjin dief west hawwe, oars koe er fan de helte fan syn bisit noait fjouwerdûbeld forgoedzje, hwat er to folle nommen hie. En hwa fan al dit folk, yn 'e seal en dêr bûten, die him dit nei?

* * *

De Heare Jezus wie tige bliid mei it offer fan Sachéüs. Syn sûnden wiene forjown en dat wie it fornaemste, mar it wie goed, dat elk it nou foar eagen sjen koe. Hy wie bihâlden, dizze tolgearder, mar hy wie ek ta in teken set foar al dy oaren, in foarbyld foar elk dy't yn him, de Messias leaude. En earnstich spriek er: ‘Hjoed mocht dit hûs sillichheit barre, hwant ek dizze is in soan fan Abraham. Hwant ik bin kommen, om to sykjen en to bihâlden hwat forlern wie.’

Hy hie al ris earder soks sein tsjin de Farizeërs, dy't him forwieten, dat er omgyng mei tolgearders en sûnders, mar nou, op 'e lêste reis nei Jeruzalem, sei er it mei noch mear klam. As hja it nou net oannimme woene, as hja ek it teken fan Sachéüs net forstiene, dan soe it nou gau to let wêze. En hja *hiene* gjin rjocht him to forwiten, hy *die* der har gjin kwea mei, as er iet mei de tolgearders - der lei earder in greate treast yn, as hja it mar forstean woene. Dat er sels de tolgearders en de sûnders oannimme woe, wie dat net krekt it bêste biwiis, dat er ek *har* net ôfwize soe, dat er ek oan Farizeërs en Seloten, dat er oan elk yn Israël it ivich libben jaen woe? Hja mochten komme, ek nei alles dat hja him oandien hiene, en hy soe har skuld forjaen en hja soene syn bern wêze....

Mar hja kamen net, de fûle Seloten en de strange Farizeën, hja bigearden syn genede net, as hja dy diele moasten mei tolgearders en sok folk. Mar doe't de Heare Jezus dyselde deis wer fierder triek, midden tusken de blide Galiléers, doe gyngen se dochs mei. It lei har by dat der greate dingen barre soene yn Jeruzalem....

De Kening op reis
222

Hoe tichter hja by de haedstêd kamen, hoe fêster de skaren bitrouden, dat Jezus nou dizze kear to Jeruzalem it keningskip oangean soe. It hie noch noait sa west as op dizze reis en dat er net tsjin har ynlei en dat er har hulde iepenlik oannaem, dat wie foar har in klear biwiis, dat it nou oangean soe. Miskien, dat der earst noch hiel hwat barre moast, miskien dat der him noch in fûle striid mei de Romeinen wachte, mar dat er it winne soe, dat stie yn it foar by har fêst. Hwat hindere it dan, dat it troch de djipte gean moast, hwat hindere it, dat der gâns deaden falle soene yn dy lêste, fûle kampslach, as de ein sa hearlik wêze soe? En al lûder klonken har blide psalmen en al lûder rôpen se: ‘Hosanna, de soan fan David!’

De Heare Jezus hearde it, mar bliid koe er net wêze mei dizze hulde. Hy *wie* har kening en de tiid wie kommen, dat elk yn Israël it witte mocht, mar dêrom wie er noch gjin kening sa't hja it har foarstelden! Gjin keningstroan wachte him yn

Jeruzalem, mar ynpleats it krús. It wie wier, dat er ien kear komme soe op 'e wolken om to hearskjen oer alle lannen fan 'e wrâld, mar it soe noch lang duorje ear't it sa fier wie. En om it de skaren en de tolve goed op it herte to binen, dat er net by har bliuwe koe, mar dat er opfarre soe nei de himel en dat hja him net gau werom forwachtsje koene, fortelde er har de gelikenis fan in kening, dy't in fiere reis makke en lange tiden weibleau.

* * *

Der wie in man fan tige heech komôf, - in keningssoan sil it west ha - dy't in greate reis ûndernaem om it keningskip oan to gean, dat allinne de keizer him biskikke koe. As alles foarinoar wie en hy hie de keninklike weardichheit ûntfongen, dan soe er weromkomme yn syn haedstêd en hearskje oer syn folk. It

hoegde net ienris tige lang to duorjen, dat er fan hûs wie, as alles to-minsten nei winsk gyng.

Mar it roun hiel oars as de man sels tocht hie. Syn lânslju haten him en woene him net graech as kening ha en dêrom stjûrden se boaden nei de keizer mei dit boadskip: ‘Lit him dochs net kening oer ús wurde, mar jow ús in oaren-ien om oer ús to hearskjen!’ Doe moast de keizer fansels ûndersyk dwaen, oft er wier sa'n forkeard man wie en dat naem tiid, dat it duorre gâns in skoft ear't er it keningskip krige en wer werom gean koe nei syn lân; folle langer as er earst tocht hie en ek langer as syn tsjinners forwachten....

Ear't er op reis gien wie, hie er tsien fan syn slaven roppen en har elk in poun sulver jown om dêr hannel mei to driuwen. In greate som wie it net, - net mear as fyftich goune - mar it wie him net alderearst om 'e winst to dwaen, mar om to sjen hoe't syn slaven har hâlde soene yn 'e tiid, dat er net by har wie. As hja goed har plicht diene, dan soe er har, as er as kening weromkaem, ek keninklik leanje, mar dat sei er der net by; hja moasten har bêst dwaen om't er har hear wie, net om it lean, dat der op komme soe.

En sa teach er dan nei it fiere lân en de slaven bleauwen efter en joegen har ta it wurk. Dat is to sizzen: njoggen fan har dreauwen hannel en makken winst, mar ien fan harren die neat. Hy fielde der neat foar om foar syn hear to wurkjen. Fansels, doe't dy noch thús wie en op har taseach, doe koe it net oars en doe hie er altyd syn plicht dien, mar nou't er fuort wie en net wist, hwat der omgyng, nou soe er it him net drok meitsje. Sa'n bêsten-ien wie syn hear ek al net, oars soene de boargers fan it lân him gjin boaden efternei stjûrd ha, en hwa wit, waerd er net ienris kening! It koe ek noch wol bislaen, dat er net wer thúskaem en dat de keizer him ynpleats yn 'e finzenis sette. Yn elk gefal soe *hy* gjin handel dwaen mei dat poun dat er krige hie! It wie ommers de muoite net, sa'n lyts bidrach en as er it ynpleats forlear - en dat koe yn 'e hannel ek! - dan krige er der noch hiel hwat lêst mei! Né, hy soe it ynpleats goed opbergje en as syn hear dan al werom kaem, dan koe er alles werkrije. Hy soe wol oppasse, dat der gjin sint oan mankearde....

* * *

It wie gâns in skoft letter; de keningssoan wie werom út Rome en de keizer hie him dochs de kroan opset en him it keningsamt jown. Doe liet er ek de tsien slaven roppe en moasten se rekkenskip ôflizze, hwat hja dien hiene mei it jild, dat har tabitroud wie.

De earste kaem moedich nei foaren en spriek: ‘Hear, jins iene poun hat tsien pounen opbrocht!’ De kening wie tige bliid, doe't er it hearde. Net dat er nou tsien pounen sulver riker wie, - hy hie nou ommers skatten genôch! - mar nou wist er dat dizze slaef in trouwe tsjinner wie en alles wol foar him dwaen woe. En biskieden wie er ek. Hy sei net: *Ik* haw tsien pounen foar jo fortsjinne, mar: ‘Jins poun hat tsien pounen winst opbrocht.’ Dy't sa trou wie yn syn wurk en sa biskieden, dy hie in great lean fortsjinne! En freonlik sei er: ‘Dû goede slaef, omdatstû yn it lytse trou west hast, sil ik dy ek it greate tabitrouwe: dû silst hear wêze oer tsien stêdden.’

De twadde slaef kaem nei foaren en spriek: ‘Hear, jins poun hat fiif pounen opbrocht.’ En bliid sei de kening: ‘Dû trouwe slaef, dû silst it biwâld ha oer fiif stêdden.’

En dêrmei kaem ek de tredde slaef foar syn hear, de iene, dy't it bifel fan 'e kening net opfolge hie en dy't gjin winst makke hie. Hy skamme him net, dat er sa syn plicht forsomme hie en suver wreevlich seach er de kening oan. ‘Hear’, sei er stûf, ‘hjir is it poun wer, dat jo my jown ha en dat ik yn in switdoek weilein hie; jo kinne it neitelle,

der mist neat! Ik haw der gjin hannel mei dreaun, hwant ik wie bang dat ik it forlieze soe en dat jo my dan straffe soene, hwant jo binne nou ienris gjin noflik hear: jo nimme fruchten, dêr't jo net plante ha en jo sichtsje, dêr't jo net siedde ha! Dat as jo winst ha wolle, ek fan dit poun dat ik biwarre ha, dan sille jo der sels mei hannelje moatte!'

De kening seach him oan, strak en forwitend. Hy wie net earlik, dizze tsjinstfeint. Net út bangens hie er syn poun forburgen en der neat mei dien, mar om't er net foar him wurkje woe. Hy hearde by dy lju, dy't him haten en him net as har kening ha woene en dêrom hie er syn plicht net dien. En hoe doarst er dat to sizzen fan 'nimme, dêr't jo net plante ha' en 'sichtsje, dêr't jo net siedde ha'? Hie er him net likegoed in poun jown as dy njoggen oaren? Wie it *syn* jild net, dat er harren tabitroud hie en hie er harren net keninklik leanne foar it wurk, dat *hja* der oan dien hiene?

En earnstich spriek er: 'Ut dyn eigen mûle sil ik dy oardielje, dû ûntrouwe slaef! Dû seiste, dat ik in hurd man bin en dat ik sichtsje dêr't ik net siedde haw? Mar astû dat wierliken mienst, hwerom hast dû dan myn jild net op 'e bank brocht, dat ik tominsten noch rinte barre koe? Mar ik ken dy en ik wit datst' it *net* út bangens dien hast, mar omdatstû my hatest en net foar my arbeidzje woest.' En wylst er him omkearde en nei syn soldaten seach, spriek er strang: 'Nim him it poun ôf en jow it him, dy't de tsien pounen hat.'

De tsjinners seagen har hear binijd oan en seine: 'Heare, en hy hie al tsien!' De kening antwurde: 'En dochs komt him ek dit noch ta, hwant elkenien dy't hat, sil jown wurde, mar dy't net hat, him sil ôfnom-

men wurde ek hwat er hat. En nou, dy fijannen dy't net woene, dat ik kening oer har wêze soe, bring dy foar my en slaen se foar myn eagen deal'

* * *

De discipelen sille wol gjin tiid hawn ha, hjir op 'e wei nei Jeruzalem, om folle nei to tinken oer dit wûnder forhael: it hert wie har to fol fan alles, dat yn Jeruzalem barre soe. Hiene se it mar dien: hwant nou ûntgyng de treast har, dy't yn 'e gelikenis lei, de treast dat har Heare ien kear komme soe op 'e wolken om syn trouwe tsjinners har ivich lean to jaen, in lean dat heger en hearliker wie as it biwâld oer ierdske stêdden.

En bihalve de treast, ûntkaem har ek de earnstige warskôging, dy't de Heare har takomme liet. Hja bigriepen net, dat *hy* ek om fierrens gean moast om it keningskip oan to gean: net nei Rome, dêr't de greatske keizer siet op syn troan, mar nei de himel, dêr't de Heit him jaen soe alle macht yn 'e himel en op 'e ierde. Hja bigriepen net, dat ek *hy* lang weibliuwe soe en dat hja, syn learlingen, trou wêze moasten yn it wurk, dat er har opdrage soe: it forkundigjen fan syn evangeelje. En hja wisten ek net, dat ien fan harren in ûntrouwe slaef wêze soe: Judas, de man út Karioth, dy't hja allegearre fortrouden en dy't de beurs droech mei it jild. Hy soe to-minsten letter net sizze kinne, dat Jezus him net yntiids warskôge hie.

Mar ek de skare mocht har dizze gelikenis wol neinimme: de Farizeën, dy't him oan 'e dea ta haten, de Seloten, dy't him twinge woene om har kening to wurden, de Galiléers, dy't nou sa optein songen. Har hie Jezus bidoeld, doe't er fortelde fan 'e lânslju fan 'e hear, dy't net woene dat er kening oer har waerd en dy't foar syn eagen delhoud waerden. Hja hiene him, har Messias, ommers forwurpen: de Galiléers omdat hja har net bikeard hiene op syn wurd, de Seloten, doe't hja him forlitten hiene nei it wûnder fan 'e spiziging, de Farizeën, doe't hja him stiennigje woene op it timpelplein. It wie nou de tiid, dat hja kieze moasten; it gyng nou *foar* him of *tsjin* him en hja koene net langer him folgje en tagelyk syn wurden net oannimme. En krektlikemin as de discipel Judas, koene se oait sizze, dat Jezus har net warskôge hie.

De Kening salve
223

It wie sels dagen foar Peaske. De Heare Jezus wie net ynienen trochreizge nei Jeruzalem, mar hy wie to Bethanië bleaun, it doarp dêr't syn freon Lazarus wenne. Hy wie dêr wol faker nachts, as it to Jeruzalem tige fol wie mei de hege feesten, mar dizze joun koe er net by har wêze: mei syn tolve learlingen wie er op it jounmiel bean by in man dy't Simon hiet en dy't almeast 'de Melaetske' neamd waerd. Fansels wie de man al lang net melaetsk mear - dan hie er net yn it doarp wenje mocht, lit stean fan gasten ûntfange! -, mar hy hie it west en nou hie er noch altyd dy bynamme hâlden. It wie him ek net yn 'e wei: hy wie fiersten to bliid, dat er genêzen wie en dat er nou wer thús wêze mocht en dat de rabbi fan Nazareth komme woe yn syn gastfrij hûs en oansitte oan syn tafel.

Ek Lazarus wie der mei syn beide susters; Martha holp drok mei to bitsjinjen en Maria harke wer nei Jezus' wurden. Mar dizze joun wie it dochs oars as de oare kearen en it lei har by, dat Jezus net lang mear sa rêstich njonken har sitte soe. Hja hie alles heard fan dy reis troch Jericho en dat Bar-Timéüs him de Soan fan David neamd hie en hja leaude nou ek, dat er op dit Peaske-feest it keningskip oprjochtsje soe. Mar as er ien kear kening wie, dan koe er net mear by har útfanhûzje en net

langer mei har omgean as in freon mei syn freonen. Hja soene him wol misse, mar it koe net oars; hja hie altyd al tocht, dat er ta greate dingen roppen wie.

Mar ear't er kening waerd woe se him dochs noch ien kear sjen litte hoe leaf hja him hie, woe se him noch ien kear op it heechste earje. Sûnder dat ien der hwat fan wist, fan har eigen jild, hie se in flesse kocht mei in poun nardus-oalje. De flesse allinne al koste gâns in som; hy wie fan prachtich albaster, mei in lange tinne hals en in nauwe iepening dêr't drip foar drip de kostlike oalje útkaem en hwat it meiïnoar koste, dat hoegde gjin ien to witten. It leafst soe se de Heare salve ha as der gjin oaren by wiene, mar hwannear trof se him allinne, en hja koe net langer wachtsje. Elke dei koe nou de lêste wêze....

Hja riisde fluch oerein en gyng achter Jezus stean; oer syn hillige holle dripte se de djûre oalje. Mar it koe mei dy inkelde drippen fansels net ta: har leafde wie sa great en sa sterk! Doe bûgde se har en briek de hals fan 'e flesse en alles geat se út oer syn fuotten. Dêr waerd se doe hast wer kjel fan: it dripte fan syn

fuotten op 'e divan en hastich droege se it ôf mei har hier. De wide seal stie fol fan 'e kostlike rook.

* * *

Hja siet al wer op har plak, mei gleone wangen en mei klopjend hert, doe hie Jezus noch neat sein. Hy wist wol, dat Maria dit oan him dien hie, omdat hja har djippe leafde oars net sizze koe en hy wie der bliid om. Mar tagelyk, by alle blidens om dit offer, wie der ek wer it fortriet omdat ek Maria him net bigriep, omdat hja ek noch hope op in keninkryk yn Jeruzalem, op ierdske gloarje en ierdske macht. Maria miende it him, dat wist er, mar hja hie him salve as de kening fan Israël en dat soe er net wurde. It wie in âlde, wijde tradysje, dat in nije kening salve waerd ear't er sitten gyng op 'e troan, mar der wie noch in âld gebrûk: hja salven ek de deaden, dy't hja bysûnder earje woene. En sa koe er it offer fan Maria dochs noch oannimme, net as in keningshulde, mar as in tarieding foar syn bigraffenis. Hy soe it ek sizze, sels al koe se it nou noch net bigripe en al soe er har der fortriet mei dwaen, mar earst woe er noch ôfwachtsje, hwat al de oaren der fan seine.

De discipelen, doe't hja Maria seagen by Jezus' fuotten en doe't hja de hearlike rook fornamen, wiene earst ek bliid. It moast wol tige djûr wêze, sa'n flesse nardus en hja founen it moai, dat Maria sa folle foar har Master oer hie. Sels koene se soks net dwaen, safolle jild koene se lang net misse, mar der wiene genôch oaren dy't it wol koene, mar it dêrom noch net diene! Jezus soe der wol tige bliid mei wêze....

En doe hearden se Judas sizzen: ‘Ik fyn it skande hwat Maria dien hat! It hie better west as hja dy oalje forkocht hie en it jild oan Jezus jown, dan hiene wy it oan 'e earmen jaen kinnen. Trije hûndert dénariën hie se der wol foar krige, in som dêr't in arbeider in jier foar skreppe moat en nou is it yn ien kear wei!’

Hja waerden der suver kjel fan, de tolve. Sa hiene se it net ynsjoen, mar it wie sa, Judas hie gelyk. Maria hie better om 'e earmen tinke moatten, mar sa gyng it mei sokke lju dy't it net oan jild stie, dy koene der net ynkomme hwat it wie om earm to wêzen. En dan trije hûndert dénariën! Hofolle bern hiene se dêr net bliid mei meitsje kinnen? En oer de tafel hinne knikten se nei Judas en seagen forwitend nei Maria, dy't in kleur hie en neat weromsizze doarst.

* * *

Hja hiene it ris witte moatten, hwat der yn Judas omgyng. It wie wier dat dy de beurs droech en oer it jild fan Jezus gyng en sa kaem it ek, dat er fan tiid ta tiid hwat joech oan 'e earmen, mar altyd naem er earst hwat foar himsels en dat forburch er en sparre it op, foar letter, as Jezus der net mear wie. Hwant de oaren mochten dan noch dreame fan keningsgloarje en fan in heech paleis, hy, Judas, telde der net folle mear foar. *As* Jezus kening wurde woe, dan hie er doe yn Galiléa better op 'e slach passe moatten en dan moast er it nou hiel oars oanlizze as er die; dan moast er folle mear de lieders fan it folk nei de mûle prate en gjin domme dingen dwaen as doe yn Jericho! In Messias-kening dy't mei tolgearders iet! As er him net foroare, dan roun it út op skande en dea en hwat kaem er dan fan har to-lânne? Hiene se dêrom alles forlitten om mei him ûnder to gean yn dit wyld aventûr? Mar hy soe der wol foar oppasse. It wie mar goed, dat er mear forstân hie as dy Galiléske fiskers; hy soe wol soargje, dat er net neaken en bleat oan 'e dyk stie as der hwat mei Jezus kaem.

En sa wie er der ta kommen om to stellen fan it jild, dat harres meiïnoar wie. Mei lytse bytsjes wie it bigoun, mar letter naem er al mear. It kaem ommers dochs net

út en hy skamme him der net iens mear oer. Elk is himsels it neist en it wie Jezus syn eigen skuld. Dan hie er mar better troch-pakke moatten, doe't it tiid wie. En as it nou op dit Feest wer misroun, as er nou noch net kening waerd, dan briek er foargoed mei him....

* * *

De Heare Jezus wist alles fan Judas: ek dat er in dief wie en it jild fan 'e earmen stiel. Allinne om't er sels in diel fan dy trije hûndert dénariën ha woe, foel er nou Maria hurd. Hy seach him oan, strang en tagelyk forwitend. Hy koe nou noch werom, de man fan Karioth; as er syn skuld bilied, dan wie der ek foar him noch forjowing. Mar Judas bihurde syn hert en hy seach de Master oan, as bigriep er net hwat Jezus bidoelde.

En doe naem de Heare sels it wurd op en spriek: ‘Hwerom falle jim Maria lestich? Lit har gewurde, hwant hja hat in goed wurk oan my dien. En dan, jim hawwe sa'n noed mei de earmen? Mar de earmen hawwe jim altiten by jim en dy kinne jim letter wol goeddwaen, mar my hawwe jim net altiten. Maria hat dien hwat hja koe, hwant yn it foar hat hja my salve foar myn bigraffenis. Wiswier siz ik jimme: oeral dêr't letter it evangeelje forkundige wurdt, yn hokker lân en yn hokker tiid ek, sil ta har oantinken forteld wurde, hwat hja hjoed oan my dien hat.’

It wie foar Maria in djippe treast, dat Jezus it foar har opnaem en dat er har offer net ôfwiisde, ek al sil dat wurd oer syn bigraffenis har wol leed dien ha. Sa graech hie se wollen dat er kening waerd, dêr woe se him foar salvje en ynpleats spriek er fan syn dea. Hja bigriep it net, mar hja wie dochs bliid, dat er har net bistrafte, lyk as syn learlingen dien hiene. En

it wie in greate freugde dat er nou wist, hoe leaf 't hja him hie.

* * *

De alve discipelen hiene neat mear to sizzen. Nou bigriepen se, dat hja Maria ûnrjocht oandien hiene en dat Judas gjin gelyk hie. It hearde oars sa moai en it wie ek goed, dat er foar de earmen opkaem, mar earmen soene der altyd wol bliuwe en Jezus, dy bleau net altyd by har. Syn bigraffenis.... Al wer dat freeslik wurd, dat hja net bigripe koene. It moast in gelikenis wêze, in riedsel-spreuk, sa't ek de Farizeën se wol brûkten. Mar it wie net maklik syn learlingen to wêzen en nei syn wurden to harkjen.

En ek Judas doarst neat mear to sizzen, mar hy skamme him net. Hy wie al to fier hinne en nei dit skerpe wurd fan Jezus oer de earmen, dy't er altyd noch wol goeddwaen koe, hate er him. Wist dy rabbi fan dat stellen jild en hie er him dêrom sa forwitend oansjoen? Yn elk gefal koene se it him net biwize. En hy wist nou ek, dat Jezus net kening wurde soe. Al wer hie er it oer syn bigraffenis hawn. In Messiaskening, dy't de striid net oandoarst en dy't spriek fan syn dea en bigraffenis! It wie syn kening net! En alteast ien fan 'e tolve soe net mei him ûndergean....

‘Dyn Kening komt...’
224

It nijs dat de Heare Jezus to Bethanië kommen wie, waerd dyselde deis noch forteld to Jeruzalem en gâns folk út 'e stêd gyng der de jouns noch hinne om him to sjen en to hearren. Hja troffen der net allinne de rabbi sels, mar ek syn freon Lazarus, dy't er opwekke hie út 'e deaden en der waerd noch drok praet oer it wûnder dat Jezus dien hie. Forskate fan 'e Jeruzalemmers koene Lazarus wol en der wiene guon by, dy't op syn bigraffenis west hiene. Hja hiene fansels lang al heard dat er wer libben wurden wie, mar nou seagen se it dan mei eigen eagen en hja leauden yn Jezus en brochten him hulde. En al mar mear minsken kamen der oan en al mar mear leauden yn him en gyngen bliid en optein werom nei Jeruzalem en makken ek yn 'e stêd bikend dat Jezus de Messias wie.

Ek de Sadduceën en de oerpreesters hearden it greate nijs, mar dy woene neat fan Jezus witte en har hate waerd der noch sterker en noch fûlder om. Hoe moast it mei har komme en mei de offertsjinst yn 'e timpel, as de hiele stêd it mei dy Nazarener hâldde? It Sanhedrin hie destiids al it bislút nommen om him to deadzjen, mar dêr wie noch neat fan kommen en it koe sa dochs net langer. Dat de Sadduceën kamen byinoar en nei't hja der lang en breed oer praet hiene, waerden se it der oer iens, dat net allinne Jezus, mar ek Lazarus stjerre moast. It koe nou daliks net, nou't al dy feestgongers út Galiléa by him wiene, mar der soe wol gau in gaedlike gelegenheit komme. En as Lazarus wer dea wie en yn it grêf en as dy Jezus der net mear wie, dan forgeat it folk har wol wer en soene se allegearre wer harkje nei har liedslju, nei de preesters en de Farizeën. En lang koe it net mear wachtsje...

Fansels wist de Heare Jezus wol fan har plannen, mar hy waerd der net bang fan en die rêstich it wurk, dat syn Heit yn 'e himel him oplein hie. Hy wie ommers op ierde kommen om syn libben to jaen foar syn folk, dat hoe soe er dan bang wêze foar de oanslaggen fan syn fijannen? Alles soe komme sa't Mozes en Elia it him oansein hiene, dy deis op 'e berch en dêr koene gjin minsken, gjin Sadduceën noch Farizeën, hwat oan foroarje.

It wie nou Snein, de lêste Snein fan syn libben op ierde. Noch in mannich dagen, dan soene yn Jeruzalem de Peaske-lammen slachte wurde en dy deis, op 'e selde

ûre, soe hy stjerre oan it krús, mar ear't it sa fier wie, soe er him earst noch iepenbierje as de Messiaskening fan Israël en as de Soan fan God. Hja soene it witte, dit oerhearrich folk en dizze forbline liedslju, *hwa't* hja bispotten en forhúnden en oerleveren oan 'e heidenen....

* * *

Dy moarns gyng Jezus mei syn tolve discipelen út Bethanië op reis nei Jeruzalem en daliks wiene der wer hiele skaren feestgongers, dy't op him wachte hiene en nou mei optrieken nei de timpel. Oaren reizgen yn alle haest foarút om yn 'e stêd it birjocht to bringen dat de rabbi der oan kaem en dat der greate dingen barre soene. Hwant ek nei it gastmiel yn it hûs fan Simon de melaetske en nei hwat Jezus sein hie oer syn bigraffenis, leauden se fêst, dat er op dit feest it keninkryk oer Israël oprjochtsje soe. Dat wûnder to Jericho en it tsjûgenis fan Bar-Timéüs en hiel dy blide mars nei Bethanië, dat wie har noch net forgetten.

En sa trieken se fierder, Jezus en de skaren, de bochtsjende berchwei lâns nei de hillige stêd. Op in plak, net fier fan Jeruzalem ôf, bleau Jezus stean. Oan 'e iene kant hiene se Bethanië, dêr't er de nacht oer west hie en flak foar har, op 'e skeante fan 'e Oliveberch, lei it doarpke Bethfagé. It wie net folle mear as in gehucht, in mannich huzen en hwat hôven, mar foar dy feestgongers út Galiléa wie it hillige groun: hjir to Bethfagé bigoun it gebiet fan Jeruzalem, de stêd fan God. Hwa't it fige krekt naem mei de foarskriften fan 'e âlden en it bitelje koe, dy naem hjir al in bad en hierde dan in ezel om sa, rein en suver, de Godsstêd yn to riden. Yn it doarp stiene altyd wol in mannich ezels klear om de reis nei Jeruzalem op to dwaen.

Ek de Heare Jezus woe dizze Snein-to-moarn op in ezel nei Jeruzalem ride, mar it gyng him der net om, om rein to wêzen as er de stêd ynkaem. By him hie it in oare, djipper, bitsjutting, hwant hy tocht oan it wurd dat de profeet Jesaja foar ieuwen al oer him sprutsen hie: ‘Sjoch, dyn kening komt ta dy, sêftmoedich en sittende op in ezelinne, op in fôlle, it jong fan in lêstdragend dier.’ Om't er hjoed de kening wêze woe fan dit folk fan Israël, de Messias dy't sa lang al komme soe, dêrom woe er in ezel hawwe om der op to riden. En dêrom ek, om't er net in gewoane feestgonger wie, mar de kening fan Israël, soe er hjoed gjin ezel *hiere*, soe er der net om *freegje*, en der net foar *bitelje*, mar syn learlingen soene ien nimme en by him bringe. Ien dei alteast soe er de kening wêze fan dit oerhearrich folk en frij biskikke oer hwat sines wie.

En doe't er twa fan syn discipelen roppen hie, lei er har op: ‘Gean hinne nei it doarp dêr foar jimme en fuort by de earste huzen sille jim in ezelinne fêstboun fine mei in fôlle derby; meitsje dy los en bring se by my. En mocht de eigener it sjen en der hwat fan sizze, antwurdzje dan: “De Heare wol se brûke!” en hy sil se ynienen meijaen.’

De beide learlingen seagen har Master forbjustere oan. Dat wie noch noait earder bard, dat de Heare ridende nei Jeruzalem gyng. It koe net wêze omdat er rein yn 'e timpel komme woe, hwant dan hie er earst wol oan it doarp ta roun. Mar dan koe it mar ien ding bitsjutte, dizze opdracht dy't er har jown hie: dan woe er hjoed syn keninklike yntocht dwaen yn 'e stêd fan David. O God yn 'e himel, dat hja dit bilibje mochten! En yn alle haest setten se de stap, de Kidrondelling troch, de Oliveberch op, nei it doarp Bethfagé.

* * *

Under de skaren om Jezus hinne waerd de spanning aloan greater. Nou hoegden se net mear to freegjen oft er wier de Messias, de Soan fan David wie. Dy't sa, as in kening, de ezel foardere dy't er brûke woe, dy moast de Messias wêze. Mar dan bigoun op dizze dei it heil yn Israël, it heil dêr't de profeten fan sprutsen en dêr't al dy ieuwen de frommen om bidden hiene! Né, gjin ien koe nou mear sizze, dat God syn folk forgeat en dat Er net tocht om syn forboun! Nou soe Jezus strak syn yntocht dwaen yn Jeruzalem en sitte op 'e troan fan David en alle heiden en enûnrjochtfeardigen soe er fordylgje mei it wurd fan syn grime. En dat hja dit nou sjen mochten, dat hja him folgje mochten en diele yn syn hearlikheit!

‘....teagen de klean út en leine se foar de ezel op 'e wei....’

En wilens wiene de beide discipelen yn Bethfagé kommen en founen in ezelinne fêstboun oan 'e doar fan in hûs. Der stie in fôlle by, in jong bist dêr't noch gjin ien oait op riden hie. It hert kloppe har suver, doe't hja it losmakken. Noch noait hie har Master eat nommen dat fan in oar wie en nou, yn syn namme, foarderen se dizze beide ezels. Mar hja koene it ommers frij dwaen en hja hoegden neat to mijen: dit wie syn keningsrjocht.

En dêrmei kamen in pear mânlju ta de doar út en fregen: ‘Hwat dogge jim ús ezel los to meitsjen?’ Suver greatsk seine se: ‘De Heare moat se brûke.’ De mânlju wonken dat se har gong gean koene.

Doe gyngen de learlingen werom en sa fluch as it koe, brochten se de bisten by Jezus. Hy wiisde nei de fôlle. ‘Help my dêr op’, gebea er. Fansels, tochten de discipelen, in kening heart net to riden op in ezel, dêr't al safolle reizgers op sitten hawwe en ear't se him der op tilden diene se fluch de mantels út en spraetten dy oer de rêch fan it dier. Graech hiene se him better dekkleed jown, mar dit wie better as neat. En ek de oaren teagen de klean út en leine se foar de ezel op 'e wei, as in teken fan hulde oan 'e kening dy't nei syn haedstêd ried. Doe kaem ek de hiele skare yn biweging en wylst Jezus stadich fierder ried spraetten se oanienwei de bûnte mantels op 'e wei en oaren gyngen yn 'e hôven en kappen tûken fan 'e beammen of hellen grien fan it lân en struiden it foar de poaten fan 'e ezel. Mar mei dy stille hulde koe it dochs net ta: hja moasten har blidens ek uterje en fier oer de bergen klonk har hege jubel: ‘Hosanna! Seinge hy dy't komt yn des Heare namme! Frede yn 'e himel en hearlikheit yn 'e heechste hichten! Seinge it keninkryk fan ús heit David, dat hjoed ta ús komt! Hosanna yn 'e heechste himelen!’

De Heare Jezus hearde dat roppen en dat lûd jûchhei en hy forbea it net. It wie goed, dat dizze skaren him ynhellen as har kening; hy hie it sels sa wollen, hwant hiele Jeruzalem moast witte, hwa't hy wie. Mar sa bliid as dy learlingen en dy Galiléers koe hy net wêze. ‘Hosanna’, rôpen se - sokssahwat as ‘Haw Heil’ bitsjut dat - en dy hulde kaem him ta, mar hy wist to goed, hwat der op folgje soe. Hjoed wie er har kening dy't optriek nei syn stêd, mar hja tochten oan in hiel oar keningskip as hy bigearde. In ‘sêftmoedich’ kening soe er wêze, nei it wurd fan Jesaja, mar hja woene sok in kening net. Hja woene hawwe dat er de Romeinen fordriuwe soe en dat er alle sûnders útsuverje soe út Gods hillich lân en de measten soene gjin kening oannimme, dy't op wei wie nei it krús. Nou wie it Snein en songen se Hosanna - en de Freeds al soene dyselde mûlen roppe: ‘Oan it krús mei him!’ En dat wie it swiere leed dat er drage moast op dizze greate dei.

En noch greater, noch machtiger waerd de skare dy't him folge: kloften kamen de berch del út Jeruzalem wei en joegen har by de optocht. En doe't hja alles seagen: Jezus, ridende op 'e ezel, de sjongende discipelen, de Galiléers, dy't swaeiden mei klean en griene tûken, doe fleach it har ek oan en ek hja bigounen to jubeljen: ‘Hosanna, yn 'e heechste himelen!’ Oaren stiene to wachtsjen oan 'e kant fan 'e wei en fregen oan 'e foarbygongers, hwat dit alles bitsjutte moast. Forheard en forbjustere hearden se alles oan: it forhael fan Bar-Timéüs en it relaes fan de mars nei Bethanië en dat hja Lazarus sjoen hiene, Lazarus fan Bethanië, dy't opwekke wie út 'e deaden. Koene se nou noch langer twivelje dat de rabbi fan Nazareth de Soan fan David wie, de Messiaskening fan Israël? En like lûd as it hosanna fan 'e skaren klonken de blide sprekkoaren fan 'e Jeruzalemmers....

Der stiene ek Farizeërs by, mar dy tochten net oan lof en jubel. Somber, de haet yn har donkere eagen, seagen se nei Jezus, sa't er dêr siet op 'e ezelfôlle en nei de Galiléers, dy't swaeiden mei har mantels. Wie dit nou de kening, dy't dat forbline folk forwachte, in kening sûnder kroan en septer, in kening sûnder wapens, in kening op in ezel? Tochten se nou wier, dat Pilatus, de lânfâld fan 'e keizer, syn haedstêd

oerjaen soe oan sok in Messias? Né, hwat dat oangyng hoegden se net bang to wêzen! Dit wyld aventûr roun dea sadré't er binnen de poarte wie. Mar der wie in oar gefaer en dat mocht men net licht achtsje: dat dy oerstjûre Seloten in oanfal dwaen soene op 'e Romeiske bisetting en dat der in oproer út fuortkaem. As er net ophâldde, dy Nazarener, as er it folk noch mear opswypke, dan rekke hiele Jeruzalem yn fjûr en flam en sels de timpel kaem yn gefaer. Mar hwat joech hy om Gods hillich hûs, dy rabbi dy't de wet net hâldde en de sabbat briek? It hie dochs forkeard west, dat it Sanhedrin net earder taslein hie en him deade doe't it noch net to let wie! Nou koe it net, nou't al dat folk him neiroun.... Mar faeks soe er nou sels ynsjen, dat er to fier gien wie. Hy koe dochs wol bigripe, dat dit net koe, dat it om 'e takomst gyng fan folk en timpel?

Hja gyngen op Jezus ta en seine strang: ‘Rabbi, dit kin dochs sa net; siz tsjin dizze minsken, dat hja swije moatte, ear't der oproer fan komt.’

Hoe faek hie de Heare al net mei har striden as hja him oanfoelen oer dingen fan 'e wet of oer de foarskriften fan 'e âlden? Noait hie er har ôfstegere, altyd hie er har to reden stien, ek al moast er har strang torjochtwize. Mar dizze dei woe er net mei har débattearje: hjoed wie er de kening, dy't sei hoe't it soe. En keninklik wie it antwurd dat er har joech: ‘Ik siz jimme, as dizze minsken hjoed swijden, dan soene dizze stiennen hosanna roppe.’ En sûnder in wurd mear to sizzen, ried er fierder.

Forgrime bleauwen de Farizeën stean. Dat in rabbi út Nazareth har sa tasprekke doarst! Mar sa gyng it as al dat folk him bijubele en alles moai foun hwat er sei. En bitter seine se tsjininoar: ‘Sjogge jim nou wol dat er net oars *wol*, en dat it aloan slimmer wurdt? Sjoch, de hiele wrâld rint him nei en leaut yn him.’

* * *

En drôvich ried de Heare fierder en tocht oer har haet en hurdens fan hert. Hy wie nou tichte by Jeruzalem en doe't er opseach nei de âlde, grize muorren, nei de machtige huzeblokken en nei de hearlike timpel dêr boppe op 'e berch, doe waerd er noch drôviger. Ek hy hâldde fan dizze stêd dêr't de timpel stie, it hûs fan syn Heit, en hy hie dit folk net minder leaf as de strangste Farizeërs, mar hy wist dat al dizze hearlikheit foarbygean soe. Né, de Farizeërs hoegden gjin noed to hawwen, dat er oproer meitsje soe en dat de Romeinen nou al de stêd en de timpel forniele soene, mar hy wist, hwat oars gjin minsken witte koene, hoe't it letter gean soe. Gjin fjirtich jier soe it mear duorje, dan soene machtige legers optsjen tsjin de stêd en timpel en huzen soene yn flammen opgean en de boargers soene falle troch it swurd en de honger en de pest. En wylst de jubel fan 'e skaren om him hinne klonk, seach Jezus alles foar him: Romeinske soldaten dy't de muorren beukten en bressen brieken en dy't fan hûs ta hûs gyngen en alles delhouden dat har foar de fuotten kaem. Hy hearde it wyld geskreau fan 'e oerwinners, it gûlen fan 'e bern, it jammerjen fan froulju, it kreunen fan 'e stjerrenden en hy joech der him sa yn, dat de triennen him oer de wangen rounen. Net om syn eigen lijen skriemde er, net om 'e bittere krúsdea dy't nou al sa nei oankaem, mar om alles dat it folk fan Jeruzalem lije moast, datselde folk, dat him bispotte soe en oerleverje oan 'e heidenen.

De skaren fornamen it net ienris dat Jezus skriemde, hja wiene to fol fan har blidens, mar de discipelen dy't it tichtst by him rounen, seagen it en hja waerden der stil fan. Wie de Master dan net bliid, nou't dizze dei safolle minsken yn him leauden en him folgen nei Jeruzalem? Wie dat dan net prachtich, sok in bitrouwen, sok in jubel, de deis dat er kening waerd? Hwerom gûlde er nou, dizze dei fan freugde?

En doe hearden se him sizzen: ‘Och Jeruzalem, och mochtstû hjoed noch ynsjen hwat ta dyn frede strekt. Mar nou is it forburgen foar dyn eagen. Hwant der sille dagen komme, dat dyn fijannen om dy hinne lizze en dy bisingelje sille en dy fan alle kanten binearje, en hja sille dy mei de groun lykmeitsje, dy en dyn bern dy't yn dy binne en hja sille dy gjin stien op in stien litte, omdatstû de tiid fan dyn bisiking gjin achtslein hast’....

* * *

En sa, skriemend om 'e ûndergong fan syn stêd en syn folk, ried de kening fan Israël de poarte troch. De jubel fan 'e skaren wie der net minder om en alleman yn Jeruzalem roun út om to sjen hwat dit wêze mocht. ‘Hwat is dit dochs?’ fregen se forheard, ‘en hwa is hy dy't sa de stêd ynkomt?’

En bliid rôpen de Galiléers it har to-mjitte: ‘Dit is Jezus, de profeet út Nazareth yn Galiléa, ús kening en Messias! Hosanna him dy't komt yn des Heare namme....’

De Messias en de Timpel
225

Doe't de Heare Jezus dy Sneins op syn ezel de stêd Jeruzalem ynkaem, tochten de skaren fêst, dat er earst nei de timpel gean soe. Hwer koe er him better ta kening kroane litte as yn Gods hillich hûs, hwer koe er better de offers baerne as yn it foarhôf, op it koperen alter? Wie ek dy oare Davidssoan, de jonge Salomo, syn keningswurk net bigoun mei in offerfeest? Mar dizze kear soe der noch oar bloed floeije moatte as fan kij en skiep en geiten: it bloed fan 'e Romeinske bisetting, dy't noch altyd legere wie yn 'e stins Antonia, flak njonken de timpel.

Fansels koe dat sa net bliuwe. De Romeinen soene noait in kening erkenne dy't hja sels net oansteld hiene, mar ek gjin kening fan Israël koe it gewurde litte, dat dêr op 'e brede muorren fan 'e stins de heidenen wachtrounen en delseagen op it timpelplein. Ut 'e timpel wei soe er mei syn trouwe Galiléers de fijân oanfalle en God soe him de oerwinning jaen. En as it sa fier wie en it stie der oan, dan soene se him allegearre helpe en him sjen litte, dat se noch wol hwat oars koene as hosanna roppe en mei palmtûken swaeije....

En dizze iene kear alteast die Jezus hwat se fan him forwachten: troch de strjitten fan 'e stêd ried er de

kant op nei de timpel. Hy die it fansels net omdat de skaren it graech sa ha woene, ek net om't de discipelen it bigearden, mar om't it hearde by syn Messias-wurk. As in kening wie er hjoed yn syn haedstêd kommen en as de Messiaskening fan Israël hie er macht ek oer de timpel. De bêste keningen fan Juda, Asa, Hizkia, wiene har regearing bigoun mei de timpel to reinigjen en de offertsjinst wer yn to stellen - hy soe hjoed it folk fan Jeruzalem sjen litte, dat er ek sa'n kening wie, in echte Davidssoan, dy't de timpel, it hillich hûs fan God, suverje soe fan alles dat ûnhillich wie en ûnrein. Mar as er it aenstouns die, dan soe it dochs wer hiel oars wêze as dit forbline folk forwachte. Nou jubelen se noch om't er op wei wie nei de timpel, mar dy jubel soe foroarje yn haet, as se wisten hwat er dwaen soe. Gjin wylde stoarm-oanfal soe it wurde op it garnisoen fan 'e Romeinen - ek dizze kear soe er wer stean tsjin it eigen folk, tsjin de âldsten en de oerpreesters: Gods Messias tsjin it âlde Godsfolk. O, hwerom woene se him net bigripe, hwerom woene se har noait deljaen ûnder syn tucht? Hjoed gyng syn paed oer it timpelplein, mar oan 'e ein fan dy wei stie net de keningstroan, mar it wrede krús. Mar dochs soe er dwaen hwat syn Heit yn 'e himel him oplein hie.

* * *

Der wie doedestiids hiel hwat to suverjen yn 'e timpel. Fan âlds hie it altyd sa west dat hwa't gyng to offerjen sels it offerdier meinimme moast. Dat wie net altyd maklik, binammen net as men fier ôfwenne en om 'e minsken to geriven wie der letter in soart fan merk ynsteld, ticht by de timpel. In great gemak wie dat en de keaplju dy't kij en skiep en douwen forkochten, diene goede saken, foaral yn 'e tiid fan 'e greate feesten.

Mar nou wie alles de lêste jierren noch wer geryfliker wurden: de hegepreesters Annas en Kajafas hiene tastimming jown om 'e merk op it timpelplein sels to hâlden, yn it foarhôf fan 'e heidenen. Dat, hwa't nou in offer bringe woe, dy koe yn 'e timpel sels in bist keapje en hoegde der net mear mei de strjitten lâns. It spriek fansels, dat it de keaplju wol oanstie, dizze nije regeling, ek al koene se wakker beare oer it hege merkjild, dat hja bitelje moasten en dat foaral de hegepreesterlike famylje to'n goede kaem. Ek it folk wie der tige mei ynnommen dat it offerjen sa maklik wurden wie en it kaem net yn har op, dat op dizze wize de timpel op it slimst ûnthillige waerd, noch net iens it meast troch al dat fé, mar mear noch troch de roppende en bearende keaplju, dy't alles diene om de klanten to lokjen en dy't ek lang altyd net earlik wiene. It kaem wol foar, yn in tiid dat de douwen krap wiene, dat nja de earme minsken tsien, tweintich, tritich kear de gewoane priis ôfsetten en soms lieten se in gewoane dou mei goud bitelje.

En net folle better as de douwe-keaplju wiene de jildwikselders. Dy sieten breed en machtich achter de platte tafels en foar har lei yn kreaze steapels it blinkend sulverjild fan 'e Romeinen en de âlde, hillige munten út 'e tiid fan 'e Makkabeën. Sok jild waerd der net mear makke, fansels, mar yn 'e timpel koe gjin ien der sûnder, hwant it wie strang forbean om de Romeinske ‘ûngodskoppen’ yn it offerblok to dwaen en sadwaende moast elk ta de wikselders forfalle. Dat dy koene in hege priis meitsje foar har âlde munten, foaral as hja ienfâldige minsken foar hiene, dy't se oer koene en sels de earmsten mijden se net.

Fansels wisten de hegepreesters wol, dat der gâns ûngerjochtichheden barden, mar dat koe har neat skele: as it offerjen sels mar krekt neffens de foarskriften barde, dan koe der fierder hiel hwat op troch. En bûtendat, dy hiele merk mei al dat fé en dy tsierende keaplju wie ek noch net iens yn 'e echte timpel, mar it bleau yn it

foarhôf-fan-'e-heidenen, dêr't de frjemdlingen en de lammen en blinen bidde moasten en om sok folk hoegde dochs ek alles net oer to gean!

Elke kear wer as er yn 'e timpel kaem, hie de Heare Jezus dy ûnhillige drokte oansjoen en elke kear op 'e nij hie er der lêst fan hawn. Hy koe it net fordrage dat hja fan syn Heite hûs in fémerk makken en dat de earme minsken by it alter ôfset waerden. Oan't nou ta hie er der noait hwat fan sein, mar nou hjoed, nou't er as Messias nei de timpel ried, nou soe er der in ein oan meitsje en it hûs fan God suverje fan bidroch en rôf.

Doe't er by de timpel kommen wie, liet er de beide ezels werombringe en mei syn trouwe Galiléers roun er it bûtenste foarhôf op. It wie sa fol, dat der hast gjin trochkommen oan wie, mar lykwols ûntkaem der him neat. Fol grime hearde er nei it balten fan it fé en nei de skille stimmen fan 'e keaplju. Hoe koene se de timpel sa ûntwije, it hillichdom, dêr't God sels wenje woe en dêr't er harke nei it bidden fan syn folk? As der nou in heiden kaem, dy't heard hie fan Isrels God en dy't Him oanroppe woe yn Jeruzalem, hwat mocht dy wol tinke fan sok in timpel?

Hy bûgde him en socht in pear touwen op dy't dêr oer de groun leine en hastich frissele er se yninoar ta in soarte fan swipe. Driigjend stie er dêr en lûd en strang hiet er de keaplju om it foarhôf út to gean en har bisten mei to nimmen. Hja seagen him forheard oan. Hwat hie dy rabbi to meitsjen mei har handel en hwa hie him de macht jown om har to fordriuwen? Wist er dan net dat hja djûr bitelle hiene foar it rjocht om hjir hannel to driuwen? En koppich bleauwen se stean by har bisten en by de wide kuorren mei douwen.

Noch ien kear warskôge er har en forwitend spriek

er: ‘Myn hûs heart in hûs-fan-gebet to wêzen, mar jimme hawwe der in rôvershoale fan makke!’ Mar dat lieten se har net sizze fan sa'n rabbi út Galiléa, dat gyng dochs fêst to fier? As dit in rôvershoale wie, dan wiene hja dus de rôvers? En dat sei er tsjin har, dy't oars net diene as mei earlike hannel de kost winne foar wiif en bern en dy't tastimming hiene fan Annas en Kajafas sels! Nou gyngen se to-minsten net fuort!

En dêrmei stie Jezus al tusken har yn en swaeide syn swipe. De bisten waerden bang en skopten en hoarten oan 'e touwen en de skrik sloech de keaplju om it hert. Hja wiene machtich en Jezus hie oars gjin wapen as dy pear touwen, mar net ien doarst in hân nei him út to stekken. Yn alle haest makken se de touwen los en flechten, elk mei syn bisten. En hwa't net hurd makke dat er fuortkaem, dy krige in slach mei de swipe. Sels de douwekeaplju mochten net bliuwe: hy smiet har stuollen en skammels om en hiet har om de kuorren fuort to bringen.

Allinne de jildwikselders sieten der noch en glimken sahwat út 'e hichte. Miskien hie er net ienris ûngelyk, dy wûndere rabbi, dat er dy fékwânselders de timpel útjage en dat er dy bisten fuortdreau, mar tsjin har koe er gjin biswier meitsje. Hja makken it timpelplein net smoarch en fan har hie nimmen lêst!

Mar Jezus kaem ek op har ta en spriek: ‘Nim dat jild hjir wei en dy tafels en gean earne oars hinne.’ Lilk seagen se him oan en hja gyngen net. Hwat miende er wol, dy Nazarener, dat er har gebiede woe? Doe bûgde Jezus him en kantele har tafels om, dat it sulver oer it timpelplein rôlle. Hja gûlden it út, sa kjel waerden se, en daliks lieten se har falle en grabbelen nei har sulver. En oer de bûgde rêggen swaeide Jezus de swipe....

De discipelen hiene alles sjoen, hwat Jezus dien hie en hja wisten net hwat se der oan hiene. Wie dat har Master, dy't dêr de swipe swaeide yn syn gleone grime, dyselde dy't doe yn Galiléa dat wûndere wurd sprutsen hie: ‘As immen dy slacht op it rjochterwang, kear him dan ek it oare ta’? Noch noait to-foaren hiene se him sa sjoen, noch noait hie er de hân tsjin oaren opheve, sels net as hja him lasteren en húnden. Mar dizze kear gyng it net om himsels, hy naem gjin wraek oer hwat himsels oandien wie, mar hy kaem op foar de timpel, it hillich hûs fan syn Heit en foar de eare fan God. En der kaem har yn it sin hwat biskreaun stiet yn ien fan 'e psalmen: ‘....de iver fan Jins hûs hat my fortard.’ Dus fan him hie David dat profetearre en yn him waerd it wurd fan 'e psalmen wier! Mar dan wie hy ek wier de Messias dy't komme soe, de greate Davidssoan. Dan hie er ek it folste rjocht om fan dizze timpel to sizzen, lyk as er niist dien hie: ‘*Myn* hûs.’ Noch noait hiene se sokke wurden fan him heard, mar hjoed wie ommers alles oars....

It wie stil wurden op it timpelplein; it lêste bist wie nei bûten dreaun, de lêste keaplju hiene de flecht nommen, de lêste sulversikkel wie opsocht en de Galiléers droegen de tafels en stuollen fuort en setten it foarhôf ôf. Jezus koe gerêst wêze: net ien fan dy ôfsetters soe wer in foet yn it hillichdom sette! O, se gunden it har sa, dy oplichters, dat de Rabbi har sa smaedlik fuortdreaun hie. Noch seagen se him dêr stean, swaeijend mei de swipe. Hy koe dus dochs hwat oars as allinne de earmen en de siken helpe en moaie forhalen fortelle! In greate dei wie dit, mar it wie noch mar in bigjin. Hjoed de swipe oer de bisten en de keaplju en moarn it swurd oer de Romeinske hounen. Hwat hiene se hjir op hope, hwat hiene se hjir lang nei útsjoen, mar nou wie it syn dei en syn ûre. ‘Hosanna, de Soan fan David.’

En al wer moast de rabbi fanwegen komme om it foarhôf rom to hâlden. Skean oer it timpelplein kamen in mannich slaven oansetten mei swiere pakken op 'e rêch. Hja kamen net om to bidden of to offerjen, mar de timpel bisloech mei alle gebouwen gâns in plak yn Jeruzalem en as hja oer it foarhôf gyngen, dan bikoarte dat har reis

in moai ein. It lei har wol by, dat it net alhiel wie sa't it hearde, mar hja diene it wol faker en gjin ien hie har oait saend of maend.

En nou stie dêr ynienen dy frjemde rabbi foar har, de swipe yn 'e fûst en lei har op om werom te gean. Hja doarsten der net tsjin yn to lizzen - it praette ek net maklik ûnder sok in swiere fracht! - en wrokjend gyngen se werom, de lange omwei om alle timpelgebouwen, mar earlik wie it net! Hy moast sels mar ris sa'n lêst to tôgjen hawwe, dy fromme rabbi... Hja koene ek net witte, dat dizze selde rabbi dy't dêr sa keninklik stie op it timpelplein, noch dyselde wyks in lêst drage soe dy't swierder woech as har swiere pakken: de krúsbalke, dêr't er oan stjerre soe....

* * *

De suvering fan it Foarhôf hie in djippe yndruk makke op 'e skaren yn 'e timpel. Nou wie it dochs wol dúdlik dat dy Jezus fan Nazareth net sa mar in gewoane rabbi wie en dat it net wier wie hwat der fan him sein waerd, dat er de timpel forachte en de wet fan Mozes briek. De hegepreesters hiene it hillichdom ûntwijd mei har merk foar offerdieren, hja lieten it gewurde dat it foarhôf in binnenpaed waerd foar luije pakkedragers - mar *hy* wie kommen en hy hie in ein makke oan al dy ûngerjochtichheden. As men der goed ynkaem, dan gyng it net alderearst tsjin dy féhandlers en dy jildwikselders, net tsjin dy douwekeaplju en dy swittende slaven, mar tsjin de heechste machthawwers yn 'e timpel, tsjin Annas en Kajafas en har oanhing. En dat hja der noch neat tsjin diene, dat hja mei gjin wurd tsjin Jezus ynleine, dat wie dochs wol frjemd.

Hja hiene fansels al lang fan har tsjinners heard, hwat der bard wie.

‘Hosanna, de Soan fan David!’

It waerd wer fol yn it foarhôf fan 'e heidenen. Al mear minsken kamen op Jezus ta en al greater waerd de spanning. Soe er nou dizze middei noch it keninkryk oprjochtsje? Oan 'e oare kant fan it plein kamen in rige bern oanrinnen en doe't hja Jezus stean seagen, deselde rabbi dy't hja sjoen hiene op 'e ezel, bûten de poarten fan 'e stêd, bigounen se sa mar wer to roppen. ‘Hosanna, de Soan fan David!’ Oer it hiele timpelplein klonken har blide jonge stimmen. ‘Hosanna! Haw heil!’

De Galiléers om Jezus hinne woene de rop al oernimme mar krekt op dat stuit seagen se de hegepreesters kommen, al de hege timpel-autoariteiten mei de offisieren fan 'e timpelwacht. Hja kamen op Jezus ta en de Galiléers makken har al ré om har Messias to biskermjen. As it wêze moast, as nou de striid oangean soe om 'e macht oer de timpel, dan wisten se hwat har to dwaen stie.

Mar dizze kear hiene de oerpreesters gjin plannen om Jezus oan to fallen. Dizze suvering fan 'e timpel en dizze keninklike yntocht wie sa ûnforwachts kommen, dat hja net wisten, hwat hja der tsjin dwaen moasten. Hwa hie dat tocht, dat dy Nazarener mei syn Galiléers in oanslach dwaen soe op 'e timpel en it bûtenhôf bisette? Hja lieten it der fansels net by sitte, hja soene ien kear wraek nimme oer hwat der hjoed bard wie, mar nou koene se neat bigjinne. Mei al dy Galiléers om him hinne wie it net to weagjen en slach de hannen oan him; dat kaem letter, en as it wêze moast soene se de help ynroppe fan 'e Romeinen. Hy soe stjerre, dy forlieder, mar hjoed moasten se yn goedens.

En bitter seine se tsjin Jezus: ‘Hearre jo wol hwat dy bern dêr roppe? Forbied it har, hwant mei de Romeinen sa deun by, kin der fan alles út fuortkomme!’ Mar ek nou woe de Heare Jezus net mei har stride en hy sei allinne mar: ‘Ja, ik hear se ek wol. Mar jimme, hawwe jim net it wurd út 'e psalmen lêzen: Ut 'e mûle fan 'e lytse bern hawwe Jo lof taret?’ En dêrmei liet er har stean en gyng syn wegen. *As* hja dat wurd yn har del gean lieten, *as* hja nei him harkje woene, dan koene se nou witte dat yn him de profesij út 'e achtste psalm wier wurden wie en dat hy dus dochs de Messias wie. En as hja net om slzzen jaen woene, as hja ek dizze warskôging yn 'e wyn sloegen, dan wie it har eigen skuld en dan soe har oardiel nammersto swierder wêze.

De omstanners seagen, dat de oerpreesters dizze joun net mear tsjin Jezus yngyngen: hja lieten him mei rêst en gyngen fuort. It gyng wol tige maklik hjoed! Mei ien slach hie de rabbi út Nazareth de timpel biset en sels de timpelwacht doarst him neat to dwaen. Yn ien dei wie alles foroare! As er nou trochsette, dan wiene se ré om him kening to meitsjen en har libben foar him to weagjen. Mar ien wurd hoegde er to sizzen en hja folgen him oeral dêr't er woe....

* * *

Mar dat iene wurd dat hja forwachten en dêr't hja al har hope op set hiene, dat iene wurd spriek Jezus net. Hja koene nou witte, dat er har Messias wie, dat de profeten al ieuwen lyn fan him sprutsen hiene, dat er wier de Soan fan David wie, mar nou moasten se noch leare, dat er *net* in Messias wie sa't hja tochten. *Net* in kening nei har bigearen, gjin kening op in

troan mar in kening op wei nei it krús. En as hja dat net woene, as hja him net oannimme woene, sa't er wie en sa't de Heit him jown hie, dan hiene se gjin diel oan syn keninkryk, likemin as de oerpreesters en de Farizeën, dy't him oan 'e dea ta haten. Hjoed hiene se hosanna roppen - nou waerd it tiid, dat hja de greate kar diene. Hja woene nêst him stride as er de oanfal op 'e Romeinen ynsette, noch in pear dagen, dan soene se útmeitsje moatte oft hja ek mei him lije woene. En hy wist nou al, oan 'e ein fan dizze blide dei, hoe't hja kieze soene....

En doe't it letter waerd op 'e middei gyng er nei de ein fan it foarhôf, dêr't de blinen en de lammen sieten en biddelen om in jelmis. Der wiene altyd forskate, hwant de minsken joegen noait mear as op 'e feesten, deun by it alter, en fierder as it foarhôf-fan-'e-heidenen mochten hja ek net komme. Hja wiene tige bliid dat dy machtige rabbi nou ek by har kaem en hja leauden, dat er har helpe koe. Doe lei er har allegearre de hannen op en makke se better.

Ek nou wer jubelen de Galiléers doe't se syn wûnders seagen. Hie der oait in profeet west, dy't sokke dingen die? Mar djip yn har hert foel it har dochs ôf dat it nou sa útroun: hja hiene, nei de yntocht op 'e ezel en nei de suvering fan 'e timpel, dochs noch hwat oars forwachte! Mar miskien kaem it nou moarn; hja joegen de moed noch net forlern. En doe't it tige let wie en Jezus de poarte útgyng nei Bethanië, dêr't er de nachts sliepe soe, gyngen hiele skaren mei him. Sels yn 'e sliep woene se ticht by him wêze en moarnier, op syn earste wurd, soene se ré wêze om foar him to striden.

De Messias en de Figebeam
226

Alhoewol't de bergen om Jeruzalem hinne net ticht bigroeid wiene, stiene der dochs noch hiel hwat beammen op. Ien fan dy bergen hiet de Oliveberch en it doarpke Bethfagé - figehûs bitsjutte dat - wie nei de figebeammen neamd, dy't dêr tichteby groeien De olivebeammen bleauwen it hiele jier lâns grien, mar de figebeammen wiene winters keal en krigen yn Maert wer nije blêdden. Dat sok in figebeam, mei syn jong, fris grien, wie elk jier wer in teken fan 'e blide Maeitiid en in bilofte foar de lette simmer, as de fruchten ryp wiene. En mear as in bilofte allinne wie it, hwant mei de earste blêdden sieten der ek al lytse figen oan, de saneamde ‘foar-figen’, dy't noait goed ryp waerden en dy't ek net duorje koene, mar dy't men dochs skoan ite koe. Fansels koene dizze iere fruchten net forkocht wurde, dat de eigener socht se net ôf, mar liet se hingje foar de geande en kommende man: elk dy't der sin oan hie mocht se frij opite.

* * *

Doe't de Heare Jezus dy Moandei-to-moarns út Bethanië wei nei de timpel gyng, seach er njonken de wei in figebeam, dy't al fol blêdden siet en dêr't dus ek al figen oansitte moasten. Hy krige der sin oan en roun op 'e beam ta, mar hoe't er ek socht, hy foun neat: oan 'e beam dy't der sa prachtich foar stie, siet gjin inkelde frucht.

En doe, wylst er seach nei dy beam, dy't him lokke hie mei syn pronkjend blêd, mar dy't him gjin figen jaen koe, tocht Jezus oan de oerpreesters to Jeruzalem, dy't him haten en wachten op in gelegenheit om him to deadzjen. Wiene dy liedslju fan syn folk net krekt as de figebeam, dy't gâns like, mar gjin figen droech? As men har seach op 'e hege feesten, Annas en Kajafas en al dy oaren, yn har pronkjende preesterklean by it hillich alter, dan like it hiel hwat en dan seagen de minsken heech by har op. Hja liezen de Skriften en koene oaren tige op har plichten wize en as

men har hearde, dan hiene se alles oer foar de timpel en foar de eare fan God. Dat by de minsken gyngen se foar tige from, foar hillich suver, mar as men se better koe, bleau der net folle oer fan har frommens. Hja haten him, har Heare, mei in deadlike haet en sloegen al syn wurden yn 'e wyn; hja ûntwijden it hillichdom en makken rike winsten út 'e hannel dy't dêr dreaun waerd; hja sprieken fan 'e wet en oer de profeten en oer God, mar hja tochten allinne om har sels en om har eigen foardiel. It wie mei har as mei de ûnfruchtbere figebeam: it like fan bûten tige moai, mar hja droegen gjin frucht foar God, hja leauden net en woene syn wurd net oannimme en hja hiene Him net leaf út in earlik hert.

En wie it ek net sa mei it hiele folk fan Israël? Hja seagen wakker heech by har sels op en forachten de heidenen; hja wiene der greatsk op, dat hja Gods eigen folk wiene en bern fan Abraham, mar hja hiene har net bikeard op it wurd fan de Doper, likemin as hja har foroaren op it wurd fan de Minskesoan. Wis,

hja mochten him wol hearre, as er spriek; hja jubelen by elk wûnder dat er die, hja wiene ré om him to folgjen yn 'e striid tsjin de Romeinen en noch klonken him de hosanna's yn 'e earen fan juster, doe't er syn yntocht die yn Jeruzalem en doe't er de timpel suvere. Mar ek dat wie allinne de bûtenkant: hja leauden net echt yn him, hja woene him net oannimme sa't er kaem en as er gjin kening wêze woe nei har sin en nei har bigearen, dan soene se him forlitte en har eigen, sûndige wegen gean.

Der wiene yn it hiele lân mar inkelden dy't yn him leauden, dy't alles foar him oer hiene en dy't noch yn him leauwe soene, al gyng it mei him troch de dea en it grêf. Sels syn eigen bruorren leauden net oan him en by de tolve wie noch in forrieder. It wie altyd wer itselde by dit oerhearrich folk: it like hwat fan bûten, mar de goede frucht ûntbriek.

Hja koene ek net sizze, dat hja net genôch warskôge wiene. Johannes de Doper hie it al sein: ‘De bile leit al oan 'e woartel fan 'e beam en elke beam dy't gjin fruchten draecht, sil yn it fjûr wijd wurde.’ It hie net holpen; it oardiel kaem al neijeroan, mar hja bikearden har net. En hoe faek hie er har sels it oardiel al net oansein, itsij yn gelikenissen, itsij iepenlik? Hy hie skriemd om 'e ûndergong fan stêd en timpel: it wie de measten fan har ûntkommen; hja hiene it to drok mei hosanna-roppen en it swaeijen mei palmtûken.

Nou soe er it har jitris oansizze, hjir by dy ûnfruchtbere figebeam en al soene se it nou net bigripe en it har net neinimme, de tolve soene it dochs ûnthâlde en it letter trochjaen oan elk, dy't it hearre woe. In gelikenis soe it wêze, de gelikenis fan 'e figebeam, mar dizze kear net yn wurden, mar yn in machtich teken.

En wylst er wiisde nei de figebeam spriek er strang: ‘Yn der ivichheit sil der fan dy gjin frucht mear komme.’ Doe wonk er syn discipelen en roun gewoan fierder; mei gjin wurd lei er har út, hwerom't er de figebeam forflokt hie en hja forgeaten it al gau wer. Der barde dy deis safolle yn 'e timpel, dat dizze flok oer in beam oan 'e kant fan 'e wei, der suver by wei foel.

* * *

It wie de deis dêroan, de Tiisdeis, dat alles har sa mar wer yn it sin kaem. Wer wiene se, nei in nacht to Bethanië, op reis nei de timpel en ynienen seagen se de figebeam wer stean, net mear grien en fris, lyk as de foarige deis, mar wilich en fortoarre. Forheard bleauwen de discipelen stean. Hoe koe dat nou, dat dy beam dy't der juster noch sa fleurich foar stie, nou al dea en forwile wie? It wie Petrus wer, dy't it earst it wurd naem. ‘Master, sjoch, de figebeam dy't jo forflokt hawwe is oan 'e woartel ta fortoarre!’

De Heare Jezus antwurde: ‘Fine jim it sa'n wûnder, dat de beam dy't ik forflokt haw, ek wierliken fortoarre is? It soe greater wûnder west ha, as myn flok *net* neikommen wie! Wês dochs net altyd sa ûnleauwich, mar leau hwat ik jimme siz! Hwant wiswier siz ik jimme, as jim wierliken leauwe en net twivelje, dan kinne jim net allinne sa'n beam fortoarje litte, mar ek as jim tsjin dizze berch sizze soene: Wurd opnommen en yn sé wurpen, dan soe it barre op jim wurd. Ja, alles dat jim leauwende freegje yn it gebet, dat sil jimme jown wurde.’

En dêrmei roun er fierder en praette net mear oer de figebeam. Hy lei har net út, hwat er mei dat wûnder bidoeld hie, mar hy wist, dat hja it net wer forjitte soene en dat it har letter wol dúdlik wurde soe, dat de flok oer de ûnfruchtbere figebeam, dy't wol blêdden hie, mar gjin figen droech, in profesije wie fan it oardiel, dat ien kear komme soe oer it folk en oer syn lieders, dy't wol tige from wiene mei de mûle, mar dy't God net leaf hiene út in earlik hert.

* * *

Inkelden fan 'e tolve discipelen hawwe it, jierren neitiid, noch bilibbe dat de swiere flok yn forfolling gyng en dat stêd en timpel yn flammen opgyngen.

Jezus en de Oerpreesters
227

Doe't de Heare Jezus dy Moandei-to-moarns de figebeam forflokt hie, wie er mei syn discipelen nei de timpel gien en dêr learde er nou it folk yn it foarhôf fan 'e heidenen. It wie der stil nei it trelit fan 'e Sneins. Doe, nei de yntocht yn Jeruzalem en de suvering fan 'e timpel, like it as soe Jezus kening wurde en as soe de greate striid tsjin 'e Romeinen daliks bigjinne - nou wie er ynpleats wer de rabbi út Nazareth, dy't stil en rêstich omgyng en al bliid wie as it folk nei syn wurden harkje woe.

Mar al wie alles dan wer as gewoan, dêrom wie it de mannen fan it Sanhedrin noch net forgetten, hwat

der de foarige deis bard wie. As se der wer oan tochten, fleach it bloed har noch nei de wangen. Dat dy Nazarener mei syn Galiléers it timpelplein biset hie, dat er de keaplju fordreaun hie, dy't hja talitten hiene, net oars as bistiene de hegepreesters en de timpelwacht net foar him, dat forjoegen se him noait wer. Foar hiel it folk hie er har to skande set en hja hiene der neat oan dien! Mar hwa koe ek tinke, dat dy Jezus sokke útsinnige dingen dwaen soe? Mar as er nou miende, dat hja it der by sitte lieten en dat er tonei alles mar dwaen koe dat er woe, dan hie er it foargoed mis. Hjoed soe er gewaer wurde, hwa't it to sizzen hie yn 'e timpel!

It bêste soe fansels west ha as hja him finzen nommen en foar it Sanhedrin brocht hiene, mar dêr wie it de tiid net ta. Noch altyd miende dat forbline folk, dat er har Messiaskening wurde soe en as hja nou de hannen oan him sloegen, koe der oproer fan komme. En oproer wie it alderlêste, dat hja bigearden op it Feest. Dat der siet oars neat op, hja moasten geduld dwaen, sa lang oan't der in geskikte gelegenheit kaem om him fan kant to meitsjen....

Mar al koene se him dan net yn alle foarm foar it Sanhedrin daegje, ta forantwurding roppe koene se him wol. It hie miskien noch wol hwat foar, dat hja him net yn 'e rjochtseal, mar foar it folk ûnderstiene: as er himsels ris forgeat en to folle sei, dan hiene se der fuort tsjûgen by en koene se in klacht yntsjinje by Pilatus. Mar ek as er der net foar stie en sei, dat er de Messias net wie, dan koe it noch gjin kwea dat de Galiléers it út syn eigen mûle hearden.

* * *

En sa gyng der dan dy iere moarns in kommisje út it Sanhedrin it timpelplein op en nei Jezus ta. It wiene net de earsten de bêsten, dy't útstjûrd wiene: de hegepreesters wiene der by mei har freonen, in mannich fan 'e notabelen út 'e stêd en in pear Skriftgelearden, dy't forstân hiene fan rjocht en wet. Hja praetten der ek net om hinne, mar stelden fuortdaliks de fraech dêr't it op oan kaem: ‘Siz ús, troch hwat macht dogge jo dy dingen? Of hwa is it, dy't jo dy macht jown hat?’

Hja hiene der earst goed oer praet, de hege hearen, mei hwat fraech hja by Jezus komme soene en hja koene it net oars sjen, as hy koe him hjir net útwine. As er sei, dat God him stjûrd hie en dat er de Messias wie, dan koene se him biskuldigje fan laster en fan opstân tsjin de keizer en mei sokken wisten de Romeinen wol rie. Mar as er sei, dat er de Messias *net* wie, dan hie er him foargoed ûnmooglik makke by de skaren en soene se him net mear leauwe en him ynpleats forachtsje. En bisocht er op 'e iene of oare wize de fraech to ûntwiken, dan wiene se der sels by en koene se de dingen noch skerper stelle.

De Heare Jezus hoegde him net to birieden oer in antwurd. Hy wist wol hwat hja bidoelden mei har fraech en dat it har net om 'e wierheit to rêdden wie. As dat sa west hie, dan soe er iepenlik sein ha dat er de Messias wie en hja soene yn him leaud en him hulde dien ha, mar nou woe er dat net dwaen. Hy soe har dúdlik fiele litte, dat er de Kristus Gods wie en tagelyk soe er har gjin gelegenheit jaen om him oan to bringen by de Romeinen.

En dêrom sei er: ‘As jimme, dy't it bistjûr fan 'e timpel foarmje, tinke, dat it jim plicht is om ûndersyk to dwaen nei hwat ik yn 'e timpel dien haw, dan bin ik ré om jim to antwurdzjen. Mar hwa't foar himsels útmeitsje wol, hwa't ik bin en hwa't it is, dy't my stjûrd hat, dy sil alderearst witte moatte hwa't Johannes wie, hwant dy hat oer my sprutsen en fan my tsjûge. Dat ear't ik jimme anderje op dy fraech fan niistkrektsa, moat ik jimme earst ek in fraech dwaen: Siz my, Johannes de Doper, wie dy út 'e himel of út 'e minsken? Spriek er Gods wurd, of bitocht er dy dingen út syn hert?’

It wie dúdlik dat de hearen fan 'e kommisje dit antwurd yn it minst net forwachte hiene en hja wisten sa gau net hwat se sizze moasten. Dêr moasten se earst noch ris goed oer prate, ear't se op dy fraech yngyngen. It wie wier, dat dy Johannes destiids oer Jezus sprutsen hie; it wie wier dat er altyd wer syn harkers op him wiisde en dat forskate fan syn learlingen letter de Nazarener folgen. *As* hja Johannes leauden, ja, dan wie alles maklik, dan moasten se ek Jezus oannimme as har Hear en Messias en yn him leauwe. Mar hja leauden Johannes net, likemin as hja dizze rabbi leauden. Noait soene se leauwe dat dizze man fan Nazareth de lang forwachte Messias wie, noait!

Allinne, dat koene se hjir op it timpelplein net rounút sizze! It folk leaude fêst dat dy Johannes in Godsman west hie en as hja dêr tsjin yngyngen, dan soene se noch nammerstomear achter dy Jezus oanrinne. Né, hja koene net sizze dat de Doper in bidrager wie en gjin goed profeet. Mar hwat dan? Sizze dat Johannes al út God wie? Hy libbe dochs net mear en it folk woe it wol graech fan har hearre, mar ek dat wie ûnmooglik. Hwant dan soe Jezus fansels sizze: Hwerom binne jim dan syn discipelen net wurden en hwerom leauwe jim dan net, hwat er fan my sein hat? Der wie mar ien útwei: hja moasten sizze, dat hja itsels net wisten en dat hja dus gjin antwurd jaen koene op Jezus' fraech. It foel har swier, foar al dat folk to sizzen, dat hja net wisten hoe't it stie mei de Doper, mar it koe net oars.

Hja gyngen wer op Jezus ta en seine: ‘Wy hawwe jo fraech heard en der goed oer neitocht, mar wy witte it net.’

Jezus antwurde: ‘Dan siz ik jimme ek net, troch

hwat macht ik dizze dingen doch. As jim sels foar al it folk forklearje moatte, dat jim net witte hwêr't Johannes syn macht wei hie, hoe sille jim dan oait útmeitsje, hwa't my stjûrd hat? Dy't Johannes net oardielje doar, hoe sil dy my foroardielje?'

De mannen fan it Sanhedrin hiene neat mear to sizzen. Hja wiene sa moedich op Jezus ta gien mei har fragen en yn pleats dat hja him yn syn wurden fongen hiene, hie er har oan alle kanten fêst set. 'Wy witte it net....' En dêr stie al dat folk omhinne, dat folk dat yn 'e fêste forbylding wie, dat hja alles wisten en dat hja in antwurd hiene op alle fragen! O, hwat skammen se har en hwat haten se dy Nazarener, dy't har altyd, altyd wer oermânsk wie!

* * *

En noch liet Jezus har net mei rêst. Hja mienden dat hjasels sa bêst en sa from wiene, en dat hja heech boppe de gewoane minsken útstieken, mar nou soe er har fiele litte, yn in koarte mar skerpe gelikenis, dat de tolgearders en de sûnders har foargyngen yn it keninkryk fan God.

'Der wie in man, dy't twa greate soannen hie. En hy gyng nei de iene ta en sei: "Jonge, gean hjoed nei de wynberch en arbeidzje dêr." De jonge wie tige fatsoenlik en antwurde: "Goed, hear", mar doe't er by syn heit wei wie, gyng er net en die hwat oars, dêr't er mear sin oan hie. Doe gyng de heit nei de oare soan en droech dy ek op om yn 'e wynberch to arbeidzjen, mar dy hie der ek gjin sin oan en sei bretael: "Né, ik wol net!" Mar letter, doe't er der oer neitocht, muoide it him, dat er syn heit dat oandien hie, en hy gyng al en die syn wurk. Nou haw ik in fraech oan jimme: hwa fan dy twa hat syn heite wollen dien, de earste of de twadde?'

De mannen fan it Sanhedrin fielden skoan, dat Jezus dy gelikenis op har tapasse woe, dat hja rôpen net sa lûd, ek al wisten se it antwurd op syn fraech mar al to goed. Mar út 'e omstanners rôpen forskate stimmen: 'De lêste, dy wie de bêste soan en dy hat syn heite sin dien.'

'Sa is it', spriek Jezus en wylst er de oerpreesters en de Skriftgelearden strak oanseach, forfette er: 'Wiswier siz ik jimme, de tolgearders en de sûnders geane jim foar yn it keninkryk fan God. Hwant jimme, dy't sa from liken en sa moai oer God prate koene, jim hawwe net leaud doe't Er syn tsjinstfeint Johannes stjûrde om jim de wei fan 'e gerjochtichheit to wizen, mar de tolgearders en de sûnders, dy't Gods wet forachten en Him net hearrich wiene, dy hawwe nei Johannes harke en hawwe har dope litten; sa binne jim dan as de earste soan, dy't sei fan: Ja, hear, mar it net die en dy oaren, dy't earst net diene hwat God yn syn wet fan har frege, mar dy't har letter bikearden, dy binne as de twadde soan en dy hawwe syn wollen dien. En sels doe't jim seagen dat hja har foroaren en har dope lieten yn 'e Jordaen, sels doe hawwe jim net nei Johannes harke en jim net bikeard!'

* * *

Noch ien kear weagen de mannen fan it Sanhedrin it om Jezus in fraech to dwaen, mar nou stiene se net mear foar him as syn rjochters, dy't him in forhoar ôfnamen, nou diene se har ynpleats foar as fromme mannen dy't wol graech yn him leauwe woene, mar it nou ienris net koene. Jezus hie har yn dy gelikenis forwiten, dat hja net leauden, earst net oan Johannes en nou net yn him - mar hwerom liet er har dan net sjen hwa't er wie? As hja mar ien kear fêst wisten dat er de Messias wie, dan *woene* se wol yn him leauwe. En dêrom fregen se: 'Hwat teken kinne jo ús dan sjen litte, dat jo it rjocht hawwe om sokke dingen to dwaen?'

It wie al ris earder bard, dat de Farizeën Jezus frege hiene om in wûnderteken; doe hie er it net dien mar har ynpleats wiisd op it wûnder fan Jona, de profeet. Ek nou woe er gjin teken foar har dwaen; hy mocht it net ienris dwaen, om't hja net leauden oan syn macht. Hja soene him dochs net leauwe, sels net as liet er de ingelen delkomme út 'e himel. Mar ek nou woe er har dochs in teken jaen, in teken dat hja letter earst bigripe koene, mar dat dan ek in klear biwiis wêze soe, dat er de Messias wie.

'Brek dizze timpel ôf, en yn trije dagen sil ik him wer oprjochtsje', spriek er. De hege hearen sloegen de hannen yninoar. Hwat wie dat nou foar in teken? Hwat sin hie nou sok sizzen? De timpel ôfbrekke, dat soe noait yn har opkomme en sels al soene se sa'n great kwea dwaen, dan noch koe gjin minske sa'n gebou yn trije dagen wer oprjochtsje. It wie dúdlik, dat Jezus gjin teken dwaen koe, alteast gjin teken lyk as hja bigearden: in teken dêr't elk oan sjen koe, dat it út 'e himel wie! En forwitend seine se: 'Seis en fjirtich jier is der boud oer dit Hûs en jo soene it yn trije dagen wer opbouwe?'

De Heare Jezus die gjin muoite om har dúdlik to meitsjen hwat er bidoelde. Ek de Farizeën wiene wend om sokke 'masjaels', sokke riedselspreuken op to jaen, dat hwerom soe hy it har dan net dwaen? In teken-út-'e-himel mocht er har net jaen, rjochtút sizze, dat er de Messias wie, woe er noch net, nou hiene se dan dizze masjael om oer nei to tinken. Letter soe it har wol dúdlik wurde, hwat er der mei bidoeld hie. Hwant net oer de timpel fan Jeruzalem hie er it hawn, mar oer de timpel fan syn lichem, dat hja brekke soene en dat de tredde deis forrize soe út it grêf. As it sa fier wie, dan mochten se nochris neitinke oer dit djippe wurd en ek dan noch koe it har ta in teken

wurde, koene se har bikeare fan har sûnden. En sa net, as hja ek nei syn opstanning net yn him leauden, dan soe dit wurd, dat hja yn 'e wyn slein hiene, har oardiel noch nammersto swierder meitsje. En dêrom forklearre er it har net, it riedsel bleau stean en hja moasten sels witte hwat hja der mei dwaen soene.

De ûntrouwe Pachters
228

Nei alles hwat de Heare Jezus dy deis tsjin har sein hie, doarsten de mannen fan it Sanhedrin him neat mear to freegjen. Hja wiene dy moarns op him tagien om him foar it forhoar to nimmen, mar ynpleats dat er sels rekkenskip ôflein hie fan syn dieden, hie er har foar al it folk biskamme makke. It leafst wiene se nou daliks fuortgien, mar hja fortrouden him ek net en wiene bang, dat er de skare op it timpelplein noch mear tsjin har opsette soe. Nei hwat der de Sneins yn 'e timpel bard wie, koene se him net mear allinne litte. Dat doe't Jezus him fan har ôfkearde en it folk bigoun to learen, stiene se der noch by en harken skerp nei hwat er to sizzen hie. It wie ek wol goed, dat hja it hearden, hwant hy fortelde in gelikenis om it folk to learen, dat hja net nei de Sadduceën en Farizeën harkje moasten, hwant dat dy har op forkearde wegen laetten en dat it útrinne soe op in skriklik oardiel....

* * *

Der wenne earne yn in lân in machtich hear, dy't tige ryk wie en dy't gâns lân en have hie. Op in kear liet er syn slaven in nije wynberch oanlizze en der waerden gjin muoite noch kosten sparre om der hwat goeds fan to meitsjen. De bêste planten kamen der yn en der waerd in wide parse groeven, mar bûtendat kaem der in mânske muorre omhinne en op ien fan 'e hoeken in hege toer; dêr koe de wachter mar wei útsjen oer it wide fjild oft der ek gefaren drigen.

Doe't de hear alles bisjoen hie, en wist dat der neat oan ûntbriek, forhierde er de wynberch oan pachters, dy't forstân fan 'e wynbou hiene en reizge nei in frjemd lân, dêr't er him nei wenjen sette. Hy tocht net oars, as de hierders soene goed har bêst dwaen en op 'e tiid de hier bitelje: it diel fan 'e opbringst, dêr't hja it oer iens wurden wiene.

Mar doe't de tiid fan 'e risping al lang foarby wier, hie er noch neat fan syn pachters heard. Fan 'e iene dei op 'e oare seach er út nei birjocht, mar der kaem gjin boade út it âlde lân. Hy bigriep it net: de hier wie net to heech en as it al in min druve-jier west hie, dan foel der altyd noch oer to praten; hy wie net ûngenegen en kom har hwat yn 'e mjitte. Mar hwat hja nou diene, net bitelje en gjin tiding stjûre, dat wie net sa't it hearde. As hja dan neat fan har hearre lieten, dan soe er sels ien fan syn slaven stjûre om de hier op to heljen.

Lang wie de slaef ûnderweis, mar doe't er lang-omlet wer by syn hear wie, kaem er mei lege hannen. Ynpleats dat hja him de hier bitelle hiene, wie er slein en skandlik bijegene. Doe wist de hear dan, dat syn hierders net earlik wiene, mar hy wie in goed en barmhertich man en tocht net ynienen it slimste: faeks hie dy slaef hwat to folle sein en hie er sels oanlieding jown. Yn elk gefal soene de pachters nou wol ynsjoen ha, dat hja to fier gien wiene en hy stjûrde in twadde slaef.

Mar ek dizze boade, hoewol't er oars neat die as freegje om de hier dy't syn hear takaem, waerd slim mishannele: hja sloegen him en smieten him bûten de wynberch en lieten him foar dea lizze. It wie in wûnder dat er it libben der ôfrêdde en dat er de reis werom noch dwaen koe.

De hear liet it der noch net by sitte en hy stjûrde de tredde slaef, ien dy't noch better prate koe as de beide oaren en dy't alles foar him oer hie. Hy wachte lang, mar de tredde boade kaem net werom; de hierslju namen him en sleepten him nei bûten en dêr stiennigen se him, dat er it bistoar.

En noch wie der gjin ein oan it geduld fan 'e hear fan 'e wynberch: hy koè net leauwe, dat hja sa wreed en sa goddeleas bliuwe koene; ien kear moasten se dochs ta ynkear komme en har skamje oer har dieden. Dat hy stjûrde noch mear fan syn tsjinners om de hier op to easkjen en om har to warskôgjen, dat in swier oardiel oer har komme soe. Mar ek nou joegen de hierslju net om sizzen en hja mishannelen de boaden en guon martelen se en de measten sloegen se dea.

It die de hear tige leed, dat syn pachters sokke dingen diene en op it lêst doarst er gjin slaef mear to stjûren. It soe der fan komme moatte, dat er sels mei syn mannen optriek om wraek to dwaen oer har kwea, mar hy woe har noch ien kear de kâns jaen om har libben to betterjen. Gjin slaef soe er mear stjûre om de fruchten fan syn hear, mar syn eigen soan soe der

hinne gean, syn iennichstberne soan en hy soe freegje om syn eigen. En as hja nei him harken en har skuld bitellen, dan soe er har forjaen, hwat hja him oandien hiene en alles soe wer goed wêze. Hwant hoe hurd en wreed hja ek west hiene tsjin syn slaven, hja soene it dochs net weagje en slach de hannen oan syn soan, dy't er boppe alles leaf hie....

En sa reizge de soan nei it âlde lân en kaem by syn heite wynberch. De wachter seach him fan fierren al oan kommen en warskôge de oaren en hja leine meiinoar oer, hwat hja dwaen soene. ‘Dit is de soan fan ús hear’, seine se, ‘syn erfgenamt; kom, lit ús him deadzje en dan is de wynberch foar ûs.’ Hja skammen har net oer har ûntrou en hja tochten net oan it oardiel, dat ienris komme soe en doe't har heare soan de wynberch ynkaem en opeaske hwat hja skuldich wiene, foelen se op him oan en wurpen him ta de poarte út en deaden him. Doe gyngen se har wegen en sprieken fan ‘ús wynberch’, hwant har hear telden se al net iens mear. Dy wie sa goed en sa lankmoedich, dy die har dochs neat....

* * *

It folk op it timpelplein hie mei spanning harke nei de gelikenis. De measten bigriepen net hwat Jezus der mei bidoelde, mar dat forhael sels, dat gyng har nei. Dit koe dochs noch net út wêze? Al wie er dan noch sa ûnbigryplik goed, dy hear fan 'e wynberch, hy soe dochs wis wraek dwaen oer it bloed fan syn eigen soan? Hast smeekjend seagen se op nei Jezus. Fortelde er nou wier net fierder?

En dêrmei naem de Heare op 'e nij it wurd en frege: ‘Siz my, as nou de hear fan 'e wynberch komt, hwat sil er dan dy hierslju dwaen?’ Hja rôpen him it antwurd to-mjitte, lûd en driigjend: ‘Hy sil mei de mannemacht op har oanfalle en hy sil har in wrede dea stjerre litte en syn wynberch sil er oaren jaen, dy't better binne en de fruchten op 'e tiid bitelje!’

* * *

It wie stil nei dat koar fan lûde stimmen, mar ear't de Heare Jezus noch hwat sizze koe, rôp der ien: ‘Dat noait!’ En oare, skille stimmen foelen yn: ‘Sa is it net! Dat noait!’ It wiene de Sanhédristen, dy't it rôpen. Oars as de skare om Jezus hinne, hiene hja wol daliks bigrepen, hwat er bidoelde mei dit forhael en hoe fierder Jezus fortelde, hoe greater har grime waerd. De wynberch, dat wie Israël en hja wiene de hierders, dy't der op passe moasten, hja, de geastlike lieders fan Gods folk! Hoe doarst dy Nazarener sokke dingen to sizzen? It *wie* wier dat Israël de boaden fan God - de profeten - deade hie, mar dat wie foar har tiden; dat koe er har dochs net wite? Mar dêr gyng it net om, om dy profeten fan âlds, mar hy woe der op út, dat hja him, de Soan, deadzje soene. Dat wie it skriklikste, dat dy Nazarener himsels de Soan fan God makke, dat er de Hillige Namme lastere en dat hja him der neat om dwaen koene! Hie er it mar rounút sein, mar sa wiis wie er wol, dat er it die yn 'e foarm fan in forhael. Mar dêrom bigriepen se it wol! En dan dat folk mei har útsinnich gerop: ‘Hy sil de wynberch oan oare hierders jaen!’ Oan 'e heidenen dan fêst! ‘Dat noait.’

Doe kearde de Heare Jezus him nei har ta en wylst er har strak oanseach, sei er: ‘Hawwe jim dan noait yn 'e Skriften lêzen, yn it boek fan 'e psalmen: “De stien, dy't de boumasters ôfkard hawwe, dy is ta in hoekstien wurden?” Dêrom siz ik jimme: Gods keninkryk sil fan jimme nommen wurde, en oan in folk jown dat de fruchten wol opbringt!’

De Skriftgelearden en de Sadduceën stiene forbjustere. Wis koene se dat wurd út de hûndertachtjinde psalm, mar dat moast oars forklearre wurde! It folk Israël wie dy stien, dy't fan 'e heidenfolken forachte waerd, mar dy't fan God útkard wie. Miende dy Galiléer nou wier, dat de dichter dat songen hie fan *him*? Der moast in ein komme oan syn lasterlike wurden en allegearre kamen se op him ta om him to fangen. Har fûle eagen stieken, har gesichten wiene forwrongen fan haet, doe't hja de hannen nei him útstieken.

Mar noch wie it de tiid net en de ûre fan 'e Satan. Har gleone haet koe net greater as it al wie, mar de Galiléers op it timpelplein hiene noch altyd de hope, dat er har kening wurde soe. Noch leauden se yn him en fluch gyngen se om him hinne stean om him to biskermjen. As hja de rabbi hwat diene, dan krigen se mei har to dwaen. En somliken taestten al nei de skerpe dolk ûnder de wide mantel. Doe seagen de mannen fan it Sanhedrin, dat hja Jezus net krije koene; as hja nou trochsetten en him oanpakten, dan roun it op striid en deaslach út. En bitter en forgrime gyngen se fuort en lieten Jezus stean tusken syn Galiléers.

Hy seach har gean en it smertte him oan syn siel, dat hja him noch net leauden. Yn in gelikenis hie er ta har sprutsen, mar sa dat hja alles bigripe koene. Noch noait to foaren hie er har sa dúdlik fiele litten dat er Gods Soan wie, noch noait hie er sa dúdlik sein, dat der in skriklik oardiel gean soe oer har en oer dit folk. En dit wiene nou de liedslju fan Israël, syn preesters en rjochters en wetgelearden! Noch in pear dagen, dan soe har grime oer him losbrekke en soene se him oerjaen oan Pilatus....

Nou hie it folk him noch biskerme, mar ek dêr koe er net bliid om wêze. Hwant likemin as it Sanhedrin leaude dizze skare yn him. Salang as hja mienden dat er *har* sin dwaen soe, salang't er in Messias like neffens *har* bigearen, salang stiene se njonken him, mar as er him fange liet en himsels oerjoech yn 'e dea, dan

soene se him forlitte en har fan him ôfkeare. It Sanhedrin, de skare.... Sels de tolve soene him forlitte yn dy lêste, bittere ûre.

En op it timpelplein, tusken de Galiléers en it folk fan Jeruzalem, fielde er him sa iensum as noait to foaren. Mar by alle leed, by alle smaed dy't hja him oandiene, wifke er net. Hy soe alles dwaen, hwat syn Heit him oplein hie, alles....

It Brulloftsmiel
229

Dyselde deis fortelde de Heare Jezus noch in gelikenis op it timpelplein, nou net alderearst oan 'e Farizeën en de Sadduceën, mar oan elk dy't it hearre woe en tagelyk ta in warskôging oan hwa't it letter lêze soe yn it evangeeljeboek. It forhael wie sa:

Der wie op in kear in kening, dy't in great gastmiel oanrjochte ta eare fan syn soan, dy't trouwe soe. Al lang foar't it oan 'e brulloft ta wie, stjûrde er syn slaven út om 'e boargers fan 'e stêd to bieden ta it feest; as hja it yn it foar wisten, koene se der rekken op meitsje en dy dei frijhâlde.

It wie fansels in hege eare, dat al dy minsken oansitte mochten oan 'e keningstafel, mar ynpleats dat hja bliid en tankber wiene, namen se har foar om net to gean. Hoewol't de kening har noait hwat misdien hie, hâldden se dochs net fan him en woene se gjin gunsten fan him oannimme. Hwat koe dy âlde kening har skele en it lok fan 'e jonge prins? Mar doe't de slaven kamen om har to noegjen, lieten se har neat skine en diene krekt as woene se wol graech op 'e brulloft komme. As it safier wie soene se wol sjen, dat hja net kamen en oars bitochten se wol in útflecht om frij to kommen!

Dat de kening tocht net oars, of al de gasten dy't er bean hie, soene it feest mei fiere en doe't de troudei nei oan wie, makke er alles ta de brulloft ré. Der waerden gâns spizen ynret en gâns bisten slachte en yn 'e greate seal fan 'e keningsstins stiene de tafels en 'e divans ré. Doe't alles klear wie, stjûrde de kening noch ien kear boaden om, lyk as it hearde foar sok in deftich feest. By elk dy't ta de brulloft bean wie, moasten se oangean en sizze: ‘Sa seit de kening: sjoch myn gastmiel haw ik oanrjochte, myn oksen en myn mestfé haw ik slachte en alle dingen binne ré. Dat tsjoch de feestklean oan en kom nou ta myn brulloft.’

Doe't de slaven by de earste kamen en har boadskip sein hiene, spriek er: ‘It muoit my wol, mar ik kin net komme, hwant ik haw in stik lân kocht en dat soene wy hjoed krekt bisjen.’ De tsjinners founen it frjemd, dat soks nou krekt op dizze feestdei moast, mar hja koene it ek net helpe en gyngen nei de twadde ta. Dy lykwols sei: ‘Ik hoopje, dat de kening it my net kwea ôfnimt, mar ik haw krekt fiif pear oksen kocht en dy moat ik oan it wurk sjen.’ En ek de tredde koe net komme, hwant dy wie krekt troud en sa bitochten se allegearre hwat.

De slaven bigriepen, dat de gasten net komme *woene*, mar hja dienen har plicht en seine it alleman oan, sels doe't der paren wiene, dy't har ôfsnauden by de doar. Mar doe't hja by de lêsten kamen, foelen dy op har oan en kastijden se en sloegen guon fan har dea.

Doe't de kening hearde, hwat der bard wie, lôge syn grime forheftich op. Net allinne dat hja him en syn soan op it slimste hune hiene, mar hja hiene ek it bloed fan syn tsjinstfeinten forgetten; hjir moast er wraek oer nimme. Noch dyselde deis stjûrde er syn soldaten út en dy hellen de moardners op en deaden se en al har huzen stieken se yn 'e brân. Sa strafte de kening de boargers, dy't tsjin him opstien wiene en sa die er wraek oer de smaed fan syn soan en oer it bloed fan syn feinten.

En doe rôp er syn oare slaven en sei tsjin har: ‘It hat bliken dien, dat dit folk net weardich wie, om oan to sitten op myn feest. Mar dêrom kin de brulloft net oer gean. It sil letter net sein wurde, dat der gjin gasten wiene op 'e troudei fan myn soan. Gean dan de strjitte op, en bûten de stêd op 'e wegen en elk dy't jim tsjin komme, noegje dy ta de brulloft. Jim sille net by jimsels sizze: Kin dy der wol yn, of: Is dy wol goedernôch, hwant ik siz jimme: elk dy't myn soan earje wol is wolkom yn 'e seal.’

En dêrmei gyngen de slaven der op út, de paden en de wegen del en hja brochten alleman gear, dy't hja founen: de fatsoenlike boargers en de reisbere man, mar likegoed de swalkers en de bidlers en de wide seal rekke fol mei gasten. Dêr stiene de tsjinners fan 'e kening klear en brochten wetter om har to waskjen en elk, dy't gjin gaedlik feestkleed hie, krige in nije mantel om.

* * *

Der wie ien, dy't it better wist en gjin brulloftskleed oannimme woe. Hy luts syn skurve mantel fêst

om syn meagere lea en glimke greatsk en út 'e hichte. ‘Ik kom sa't ik bin’, sei er, ‘en ik wol net oansitte yn klean fan in oar, ek net al is it de kening sels, dy't se my jowt. Hwa't my *sa* net ha wol, dy moat my dan mar fuortstjûre, mar ik foroarje my net.’

De slaven praetten forstannich mei him en seine, dat it gjin pas joech om yn syn âlde klean mei oan to sitten, dat it in skande wêze soe foar de prins en syn jonge breid, mar hy joech net om sizzen. Hy kaem sa't er wie en as dat net mocht, dan gyng er alsaleaf net mei oan....

En doe ynienen gyngen de doarren iepen en de kening sels kaem yn 'e seal. Hy gyng tusken de rigen troch en syn eagen blonken, doe't er al dy blide gasten seach, dy't kommen wiene om 'e brulloft fan syn soan to fieren. Mar hwa wie dy iene dêr, dy't gjin feestkleed hie? Hy hie dochs syn tsjinners oplein, dat net ien der yn mocht of hy moast de feestpronk oan ha? Hy roun rjocht op dy iene ta en bleau by him stean; syn antlit stie strak en syn lûd wie strang, doe't er spriek: ‘Freon, hoe bistû hjir kommen, yn dyn âlde klean en sûnder brulloftskleed?’ De man waerd kjel en syn gesicht biluts wyt. Hy woe noch hwat sizze, dyselde greatske wurden: ‘Ik kom sa't ik bin’, mar doe't er de kening seach yn syn hearlikheit, bistoaren him de wurden op 'e lippen. Hy sei neat mear en bûgde de holle; al syn lea trillen him yn syn skurf habyt.

Doe spriek de kening it greate fonnis: ‘Jimme sealwachters, nim dy man en byn him oan hannen en fuotten en werp him de seal út yn 'e bûtenste tsjusternis; dêr sil er skrieme en op 'e tosken knarse.’ Hwant - en sa einge Jezus it forhael - mannichten binne roppen, mar net folle binne útkard.

It wie meastal sa, as de Heare Jezus in gelikenis fortelde, dat er in forhael út it gewoane libben naem; hy spriek oer in siedder dy't útgyng to siedzjen, oer in hoeder dy't op 'e keppel paste, oer in jonge dy't net dwaen woe hwat de heit him opdroech. Dizze kear wie it oars; dit wie gjin forhael, dat oait sa bard wie, mar nammersto dúdliker wie it, hwat Jezus der mei bidoelde.

Dy kening dy't syn gasten bea op 'e brulloft fan syn soan, dat wie Godsels, dy't syn folk Israël rôp ta de himelske hearlikheit. Mar lyk as de gasten net woene en har kening húnden, sa hie it âlde folk syn God forwurpen, syn wurden gjin achtslein en syn profeten deade. En sa wie dit wurd fan Jezus in earnstige warskôging foar it folk yn 'e timpel, dat it nou noch mei him hâldde, mar dat him dy wyks noch forwerpe soe.

Mar yn ditselde forhael lei ek in treast foar alle oare folken, dy't it nou net hearden mar dy't it letter lêze soene yn it evangeelje. It folk fan Israël soe syn Messias forwerpe en gjin diel hawwe oan syn keninkryk, mar de heidenen mochten komme en oansitte oan it gastmiel yn 'e himel. Mar tagelyk lei der yn dizze gelikenis ek foar har in warskôging. Hja mochten komme, mar net ‘sa't hja wiene’, net yn it kleed fan har eigen deugden en net sûnder bikearing. Elke heiden dy't sèls de sillichheit fortsjinje woe en dy't miende dat er him net hoegde to foroarjen, dy soe it forgean as de man út 'e gelikenis dy't wol nei de brulloft woe, mar dy't to greatsk wie om it feestkleed fan 'e kening oan to nimmen. Allinne hwa't alles opjaen wol en neaken en bleat by Jezus komt om klaeid to wurden mei it wite klaed fan Syn gerjochtichheit, dy allinne kin yngean yn it keninkryk fan God. Hwant der is oars gjin heil, foar Joaden net en foar oaren net, as troch it leauwe yn Jezus Kristus.

Oanfal op it Timpelplein
230

De mannen fan it Sanhedrin dy't Jezus dy Moandeis op it timpelplein in forhoar ôfnommen hiene, wiene net bêst oer harsels to-freden. Ynpleats dat hja de Nazarener

it swijen oplein hiene, hie er har foar alleman to skande makke; ynpleats dat er skuld biliden hie foar dat ûnhillich trelit yn it foarhôf, hie er hàr biskuldige; ynpleats dat hja him it oardiel oansein hiene, hie er har mei syn gelikenissen op it djipst misledige.

Dyselde jouns noch hiene se rieplachte hoe't it nou fierder moast. Hja wiene it der oer iens, dat it sa net langer koe, dat der hwat oan dien wurde moast, ear't hiel it folk fan Jeruzalem him folge en him ta kening útrôp; it wie allinne de fraech mar, *hwat* hja op dit pas dwaen koene. It alderleafst hiene se him foar it rjocht dage en ta de dea foroardiele, mar dat wie net to weagjen salang't de skare oan him leaude. En miskien foel it ek net iens ta om him to foroardieljen: hy hie wol skriklike dingen sein, mar dat wie altyd yn gelikenissen en dus net bêst to biwiizgjen.

Mar al koene se him dan net wer foar it forhoar nimme, it moast dochs mooglik wêze om him mei in pear handige fragen fêst to setten en him dingen sizze to litten, dy't it folk net hearre woe. As de skaren net mear sa heech by him opseagen en him net mear neirounen, dan wie der al hiel hwat woun. En as dat net slagge, as er net tsjin 'e Galiléers yngean doarst, dan koene se him miskien sa fier krije, dat er hwat sei dat tsjin 'e Romeinske wet yngie. As dat nochris sa komme mocht, dat er finzen nommen waerd as in rebel en dat Pilatus him foroardiele!

De Farizeën wisten wol in fraech dy't him maklik yn konflikt bringe koe mei de Romeinske hearskers, in fraech oer de kwesje fan 'e kensos, it keizersjild. It wie fan âlds wenst yn Israël, dat elke Joad jiers in heale sikkel bitelle oan 'e timpel; gjin ien, sels de alderearmste net, wie der frij fan, hwant it wie in teken dat er by it folk hearde en dat er Gods eigendom wie. Dit wie nou ris in bilêsting dêr't nimmen oer klage: in skatting dy't tagelyk in plicht wie en in eare.

Mar sûnt der yn Judéa gjin kening mear regearre - Archelaüs, de soan fan Herodes wie lang al ôfset! - moast dêr nou ek de keizersbilêsting bitelle wurde, de kensos, as in teken dat elke Judeër in ûnderdien wie fan 'e keizer. En nou wie it mar de fraech oft dat koe. Mocht in fromme Joad dat keizersjild opbringe? Koe er tagelyk it eigendom wêze fan Israëls God en fan 'e heidenske keizer? De Seloten en gâns Galiléers seine fan net, mar dy koe men net rekkenje, dy hoegden sels net to biteljen om't se yn it rjochtsgebiet fan Herodes wennen, en hiene dus maklik praten.

De Sadduceën wiene fan bitinken, dat men bitelje moast, hwant hja hâldden it altyd mei de Romeinen en ek de Farizeën, dy't oars neat fan 'e frjemde oerhearskers ha moasten, learden dat it gjin sûnde wie de kensos op to bringen en dat it dus it bêste wie om mar to biteljen.

Yn elk gefal wie it in prachtige kwesje om de rabbi fan Nazareth mei to hifkjen. Sei er ja, jim moatte bitelje, dan wie er mei ien slach út 'e gunst by al dat Selotefolk dat him nou noch bijubele; weage er it om né to sizzen, dan wie er in rebel en krige er it mei Pilatus to dwaen. Hwant de Romeinen skikten de Joaden yn gâns dingen en binammen yn Juda en Jeruzalem lieten se hiel hwat oer syn kant gean, mar yn dingen, dêr't it gesach en de eare fan 'e keizer mei mank wie, mijden se neat.

Der wiene lykwols al in pear biswieren. As hja sels him mei sok in fraech oankamen, koe er maklik sizze: Dêr anderje ik net op, hwant jim hawwe yn dit stik al in fêste miening en freegje dus nei de kundige wei. Sok in antwurd wie krekt hwat foar him en hja woene net graech wer in figuer slaen; dy fraech oer Johannes de Doper wie har noch net forgetten! En dan, as er sei: Né, jim meije net bitelje - hwat hja hopen! - dan moast it by de Romeinen oanbrocht wurde en dat diene se sels ek leaver net. Soks kaem hast altyd út en de Galiléers soene it har noait wer forjaen.

Dat it soe it bêste wêze dat hja net sels nei Jezus gyngen, mar dat in pear fan har learlingen him de fraech foar leine; dy koene der dan de skyn oan jaen, dat hja it yn dit stik net mei har learmasters iens wiene en dat hja graech witte woene, hoe't Jezus der oer tocht. En tagelyk moast der dan ek in dêputaesje mei fan 'e Herodianen, dan koene dy, as alles nei winsk gyng, oan Pilatus oerbringe, dat Jezus it folk opstookte om de skatting net to biteljen. De Herodianen koene dat makliker dwaen as hjasels: dy hoegden net bang to wêzen dat hja de folksgunst forspylje soene, allinne al om't it folk dochs al neat fan har hawwe moast.

* * *

Dy Moandei-to-jouns noch wie alles ôfpraet; in pear learlingen fan 'e Farizeën soene de fraech stelle en in pear Herodianen soene der mei hinne; dy hoegden sels neat to sizzen en soene allinne mar skerp harkje oft de rabbi ek hwat forkeards sei.

Fansels soene de Sadduceën der har net mei bimuoije: elk wist wol, hoe't dy oer de kwesje tochten. Dat it plan koe hast net mislearje; it wie de jonge mannen wol tabitroud om de fraech sa skerp to stellen, dat Jezus der him net foar weiwine koe en in dúdlik antwurd jaen moast.

En sa gyngen se dan de Tiisdei-to-moarns fol moed op 'e Heare Jezus ta, dy't al wer stie to learen op it timpelplein. De Herodianen gyngen flak by Jezus stean en de jonge Farizeën bûgden djip. Oan har fromme gesichten wie it net to sjen, hoe fûl hja him haten en dat hja kommen wiene om him to fordjerren; it liken krekt in pear jonge mannen, dy't mei in slimme fraech sieten en dy't der alles foar oer hiene om it goede antwurd to krijen.

En jitris bûgde ien fan 'e jongemannen en klear en dúdlik spriek er: ‘Rabbi, wy witte dat jo in earlik man binne en dat jo Gods wei yn wierheit leare; jo binne net bang en sjogge gjin ien nei de eagen, dat nou komme wy ta jo mei in fraech dy't ús swier op 'e siele weacht. Hwat tinkt jo, rabbi, stiet it ús frij it keizer-jild op to bringen, of net? Us learaers sizze dat it wol mei, mar dat kinne wy hast net leauwe; hwat sille wy nou dwaen, bitelje of net bitelje?’

Hja seagen Jezus oan en wachten hwat er sizze soe; de Herodianen rieken de hals al, dat der har mar gjin wurd ûntkomme soe, mar nimmen koe oan har sjen hwat der yn har herten omgyng. Allinne Jezus wist fan har falske plannen. It wie *net* út earbied dat hja him rabbi neamden, hja leauden *net* fan him dat er Gods wurd yn wierheit learde, it wie *net* wier dat hja it

swier hiene mei dy fraech oft hja de kensos bitelje mochten. Elke bûging dy't hja makken, elke fraech dy't hja diene, elk wurd dat hja seine, wie oars net as bidroch. Net om syn ûnderrjocht wie it har to rêdden, mar allinne om syn ûndergong.

En fol grime sei er. ‘Hwerom bringe jim my yn 'e forsiking, jimme skynhilligen? Hwant it is jim net to dwaen om in antwurd op jimme fraech, mar jim wolle my yn myn wurden fange. Mar ik sil lykwols in antwurd jaen. Lit my in dénarie sjen.’

De jongeman dy't de fraech steld hie, taestte yn 'e gurle; hy hie noch wol ien by him en joech him Jezus oer. En mei't er it die, wist er, dat it mis wie. Dat er it Romeinske jild by him hie yn 'e timpel, dat wie al biwiis genôch, dat dy fraech oer it keizersjild him net sa swier woech as er niist sein hie. Sûnder dat Jezus in antwurd jown hie, hie er de oanfal ôfslein en him ûntmaskere as in bidrager. Dat er dat nou daliks net bigrepen hie! Hie er mar sein, dat er sa'n ding net hie! Dy Nazarener hie gjin Romeinsk jild by him en hysels, in learling fan 'e strange Farizeën, hie de ûngodskoppen yn 'e gurle op it timpelplein! Hjir stie er, ta spot fan al dy Galiléers en hwa wist, hwat dy rabbi him noch mear to sizzen hie. Hy hie wol graech fuortgean wollen, mar dat koe net, nou't er sels bigoun wie.

En wilens seach Jezus nei it sulverstik, dat er op 'e hân hie, de kop fan 'e keizer stie der op en dêrom hinne it opskrift: ‘Keizer Tiberius, soan fan de Godlike Augustus; de Heechforhevene.’

‘Fan hwa is dat byld en fan hwa dat opskrift?’ frege er.

De jonge Farizeërs koene oars net antwurdzje as: ‘Fan 'e keizer.’

Doe antwurde Jezus: ‘Jow dan de keizer hwat fan 'e keizer is, mar jow God hwat God sines is!’ En mei dat djippe wurd koene de mannen hinnegean om oan har learmasters to fortellen, dat har snoade plan mislearre wie en dat de rabbi fan Nazareth de oanfal ôfslein hie. Hy hie neat sein dat tsjin de Romeinske wetten yngyng en in klacht koene se net tsjin him ynbringe. En sels de fûlste Seloten hoegden gjin oanstjit oan syn wurden to nimmen. Dy't mei ûngodskoppen yn Gods timpel kaem, dy hoegde wier gjin rie to freegjen, hoe't er mei de kensos oan moast! En dat oare, dat Jezus der by sein hie: ‘Jow God hwat God sines is!’, dat mochten de hege hearen fan it Sanhedrin wol ris goed yn har omgean litte. It koe gjin kwea wêze de keizer it jild to jaen, dat hja earst fan him oannommen hiene, mar God wie mear as de keizer en Hy easke mear fan syn folk as dy heale sikkel jiers: Hy frege har hulde, har tsjinst, har hiele hert.

Sa hie de Heare Jezus dan net allinne de forriederlike oanfal fan syn fijannen ôfslein, mar hy hie har ek noch in wurd meijown, dêr't hja har winst mei dwaen koene. Mar yn har woede om dizze forlerne slach namen se it har net nei en kamen se net ta ynkear.

* * *

Ek de Sadduceën op it timpelplein hiene heard, hoe't it de Farizeën forgien wie. It spiet har oan 'e iene kant, dat it sa roun wie en dat dy rabbi de oerwinning bihelle hie; oan 'e oare kant gunden se it de Farizeën fan herten. Yn elk gefal hie it bliken dien, dat er op sa'n manear net to fangen wie: hy hie him yn it minst net bleat jown en ynpleats hie er syn tsjinstanners fêst set. It kaem mar goed út, dat hja sels har net yn dit aventûr bijown hiene!

Net, dat hja bang wieme foar dy man fan Nazareth: krekt nou't de Farizeën it sa raer lizze litten hiene, krigen se der sin oan om it ek ris to bisykjen. Mar dan moast it net oer politike fragen gean, dat hiene se nou wol sjoen, mar oer de lear dy't Jezus forkundige. As it har slagge om him fêst to setten mei de Skrift sels, dan soe it gau genôch dien wêze mei de hulde dy't it folk him brocht. En it moast mooglik wêze om

syn lear bispotlik to meitsjen, syn lear dy't yn mannich ding noch stranger wie as dy fan 'e Farizeën.

De Farizeën leauden bygelyks, dat der in himel wie en dat hja nei har dea opstean soene en yn alle ivichheit libje. Hja hiene earst de hope hawn, dat dy rabbi út Galiléa, dy't net bang wie fan 'e Farizeën en dy't it net sa krekt naem mei de oerleveringen fan 'e âlden, ek yn dit stik hwat moderne ideën hawwe soe, mar dat wie har tige ôffallen. Hy hie it noch folle faker as de Farizeën oer it ivich libben en oer it keninkryk Gods en hy learde ek, dat it mei de dea fan 'e minske net út wie, mar dat er opstean soe en foar Gods rjochterstoel forskine. Hja koene der net by dat dy rabbi, dy't oars sa'n skerp forstân hie, sokke dingen leauwe koe en dêr it domme folk bang mei praette; mar it wie sa en it waerd tiid, dat der hwat tsjin dien waerd. As al dat folk it mei him hâldde, dan moast it útrinne op oproer tsjin 'e Romeinen!

Hja praetten ôf dat in pear fan har knapste wurdfierders Jezus oansprekke soene en him in swiere fraech foarlizze. Der stie yn 'e wet fan Mozes in bipaling dat as in Israëlyt dy't troud wie, stoar sûnder bern nei to litten, syn broer mei de widdou trouwe moast; krige dy dan in soan, dan kaem dy op namme fan syn forstoarne broer en koe dy syn geslacht yn stân bliuwe. Ut dat sweager-houlik, dat foarskreaun wie by de wet, kamen soms allerhanne swierrichheden fuort en nou soene se Jezus ris in tige frjemd gefal foarlizze. It gyng der har net om, to biwiizgjen dat it sweagerhoulik sels forkeard wie - yn dat stik wiene se it

alhiel mei Mozes iens - mar hja woene út dy wetsbipaling ôfliede, dat Mozes net oan in opstanning-út-'e-deaden leaude en dat Jezus syn lear dus tsjin Mozes yngyng. It wie ommers dúdlik, *as* der in opstanning wie, dat dan in frou gjin mear mânlju ha koe, hwant hwa soe dan yn 'e himel har wettige man wêze?

It wie nou har doel om Jezus fêst to setten mei in forhael oer in frou, dy't in hiele rige mânlju hawn hie en as hy der op yn gyng - en dat moast er wol dwaen, hwant it gyng ommers oer in foarskrift fan Mozes - dan soene se biwiizgje, dat Mozes net oan in libben nei de dea leaude en dat dus al dy wurden oer it ivich libben en oer it keninkryk der himelen ûnsin wiene.

* * *

En sa gyngen se dan op Jezus ta en seine: ‘Rabbi, Mozes hat ús yn 'e Wet foarskreaun, dat as immens broer stjert en in frou neilit, mar gjin bern neilit, dan sil syn broer mei de widdou trouwe en syn broer bern winne. Nou wiene der by ús yn 'e stêd sawn bruorren; en de earste naem in frou, mar by syn forstjerren liet er gjin bern nei. Fansels troude doe de twadde broer mei har, mar ek dy stoar sûnder dat der bern wiene en sa gyng it ek mei de tredde en de fjirde en mei alle oaren. Alle sawn hawwe se dyselde frou hawn en alle sawn stoaren se sûnder bern. It lêst fan allegearre stoar ek de frou. En nou is dit ús fraech: *as* der in opstanning is en hja komme allegearre yn 'e himel, hoe moat it dan mei dy frou en hwa fan 'e broers moat har dan hawwe, hwant hja hawwe har allegearre hawn en alle sawn hawwe likefolle rjocht op har.’

Hja swijden en glimken sahwat út 'e hichte. It soe har al binije, hwat er hjir fan meitsje soe! Hy koe der net foar wei, neffens har, dat Mozes syn foarskrift jown hie allinne foar dit ierdske libben en dat er net ienris tòcht hie oan 'e mooglikheit fan in libben nei de dea.

Mar Jezus, dy't mar al to goed wist hwat hja foar hiene, antwurde skerp: ‘Jim dwale, hwant jim kenne de Skriften net en witte net fan Gods macht en dêrom komme jim mei in fraech, dat gjin fraech is! Jim freegje hwa't yn 'e himel dy frou hawwe moat, mar ik siz jimme: de bern fan dizze wrâld trouwe en wurde troud mar dy't fan har weardich achte wurde om dy oare wrâld to winnen en yn 'e himel to kommen, dy sille net trouwe en net troud wurde en hja sille gjin bern mear winne, hwant hja kinne net mear stjerre en binne de ingelen allyk.

Dat is myn antwurd op 'e fraech dy't jimme my dien hawwe, mar ik wit, dat it jim dêr net om bigoun wie. Jim woene der op út, dat der gjin opstanning út 'e deaden is, mar ik siz jimme dat Mozes sels it jim al leard hat yn syn twadde boek. Jim sizze, dat jim de boeken fan Mozes leauwe? Nou dan, yn it forhael fan 'e forskining yn it toarnbosk neamt er de Heare de God fan Abraham en de God fan Izaäk en de God fan Jakob. Dêr folget út dat Mozes leaude, dat Abraham en Izaäk en Jakob libben, safolle jierren nei har dea, hwant Hy is gjin God fan deaden, mar fan 'e libbenen. Sa leaude Mozes dan oan 'e opstanning en jimme, dy't sizze dat jim Mozes leauwe, jim wolle net nei him harkje!’

De Sadduceën stiene forslein. Noait hiene se tinke kinnen, dat Jezus har sa'n antwurd jaen soe en biskamme gyngen se fuort en doarsten neat mear to sizzen. En de skare, dy't alles heard hie, forbaesde har oer syn wysheit en oer syn lear.

Jezus en de Wetgelearden
231

Doe't de Farizeën hearden dat Jezus ek de Sadduceën stilpraet hie, kamen hja dyselde deis noch gear om to bipraten hwat der nou fierder dien wurde moast. Net fansels, dat it har om 'e Sadduceën bigreate: dy greatske oerpreesters mei har oanhing, dy't fan gjin opstanning en fan gjin ivich libben witte woene, mochten bêst sa'n tobekset hawwe. Mar dat dy rabbi út Galiléa nou alwer in oerwinning bihelle hie, dat er altyd mar wer mear by it folk yn 'e gunst kaem, dat wie har wol tige yn 'e wei. En dat net allinne, mar yn syn antwurd oan 'e Sadduceën oer it libben nei de dea, hie er ek har to nei west: hja leauden fêst, dat de minsken yn 'e himel wol trouden en dat hja ek dêr noch bern krije koene. Dat hja woene it noch ien kear bisykje om him yn forlegenheit to bringen, sa dat hy ek ris foar hiel de skare yn 'e timpel biskamme stean soe. Hwat in triomf soe it wêze as hja him ris ien kear fornederje koene, as har ris slagge hwat de wize Sadduceën mislearre wie!

Ek dizze kear hiene se alles fan to foaren goed oerlein; de fraech soe gean oer de wet fan Mozes en de hillige Skriften en ien fan har knapste wetgelearden

soe der Jezus oer ûnderstean. En in maklike fraech soe it net wurde. De deskundigen hiene útmakke, dat der yn 'e hillige Boeken seis hûndert trettjin geboaden stiene, to witten twa hûndert acht en fjirtich dêr't hwat yn gebean en trije hûndert fiif en sechstich dêr't hwat yn forbean waerd en nou wie it in wittenskip apart om al dy foarskriften to fordielen yn greate en lytse, yn wichtige en minder wichtige, yn geboaden dy't altyd en oeral fan krêft wiene en sokke dêr't men de hân mei lichte koe. It spriek fansels, dat ek yn dit stik fan saken de gelearden it lang net iens wiene en dus mocht men forwachtsje dat dy rabbi, dy't net ienris leard hie en dy't net deskundich wie, der tominsten net útkomme koe.

Mar der wie ek noch in oare mooglikheit. Miskien soe er wol sizze, dat al dy geboaden fan 'e âlden en fan Mozes har tiid hawn hiene en dat hy kommen wie om in nij gebot to jaen; hy hie wol ris earder soks útlitten. ‘Der is sein fan 'e âlden...., mar ik siz jimme....’ En dan koene se him fansels biskuldigje fan heechmoed, dan sette er himsels boppe Mozes en briek er de wet fan God en dan soe ek it folk yn 'e timpel him de rêch takeare.

Sa kaem dan de wetgelearde op Jezus ta en frege: ‘Rabbi, ik wol graech de wet dy't Mozes ús jown hat, yn alles hâlde, mar soms twivelje ik wolris oft ik der genôch fan wit. Siz jo my nou: hwat is in earst en great gebot en hokker fan al dy foarskriften moat ik foar alle oare dwaen?’ En hy sette der in gesicht by as wist er it werklik net goed en as woe er graech fan Jezus leare.

Mar ek dizze kear liet de Heare Jezus him net fange. As dy wetgelearde hope dat er al dy âlde geboaden leechlizze en mei nije komme soe, dan wie er wol fier mis. Hy wie net op ierde kommen om de wet to ûntbinen, mar krektoarsom om alle geboaden to folbringen; hy soe net ien gebot fan syn Heit forachtsje, mar se allegearre oan 'e ein ta dwaen. Mar krekt omdat er *alle* geboaden folbringe moast, woe er yn it minst net witte fan in ûnderskieding yn greate en lytse, fan wichtige en minder wichtige; elk gebot wie him oplein fan syn Heit yn 'e himel en hwat dy him oplei wie altyd ‘great’. It iene gebot wie net better as it oare, it iene hoegde net foar it oare to wiken, hwant de hiele wet is ien. Hy soe net ien fan 'e geboaden nimme en sizze dat dat nou it earste en it fornaemste wie en dat de wetgelearde dêr foaral om tinke moast, mar hy soe him de iene wet fan God op it herte bine. En tagelyk soe er de skare om him hinne hearre litte, dat dy wetgelearde sa dom net wie as er him foar die, dat er wol wist hwat er frege, en dat er net kommen wie om fan him to learen, mar om him to forsykjen.

En earnstich spriek er: ‘My tinkt, dit is it earste en it greate gebot: ‘Dû silst de Heare dyn God leafhawwe mei dyn hiele herte en mei dyn hiele siel en mei hiel dyn forstân. En it twadde gebot: Dû silst dyn neiste leafhawwe as dysels, is neat minder as it earste, hwant it is der ien mei en it komt der út fuort. En oan dizze beide geboaden: God leaf hawwe boppe alles, en dyn neiste as dysels, hinget hiel de Skrift, hingje de wet en de profeten. Der is gjin ien gebot dat tsjin dizze twa geboaden yngiet en gjin ien dat dêr boppe útkomt, hwant de wet des Heare is ien.’

De wetgelearde hie net op dit antwurd rekkene en hy koe der ek neat tsjin ynbringe: it wie it iennichste biskied dat paste op syn fraech. En doe die it bliken, dat hy sa falsk en sa haetlik net wie as de Farizeën, dy't him stjûrd hiene, hwant nei dit wurd fan Jezus forgeat er hwer't er om kommen wie en foar alleman dy't hearre woe, joech er Jezus gelyk. ‘Master, dat hawwe jo goed en nei wierheit sein, hwant God leaf to hawwen út jins hiele hert en út jins hiele forstân en út alle krêft, en jins neiste leaf to hawwen as jinsels, dat is mear as brânoffer en slachtoffer!’

Jezus antwurde: ‘Jo seine, dat jo kamen om fan my to learen, mar nou hear ik, dat jo alles fan to foaren al wisten. Doch dan hwat jo nou sein hawwe, hwant jo binne net fier fan it keninkryk Gods.’

De wetgelearde krige in kleur. Nou kaem it him yn it sin hwa't him stjûrd hiene en mei hokker opdracht mar ynpleats dat hy Jezus fêstpraet hie, hie de rabbi him trochsjoen. Nou koe elk witte, dat er net earlik west hie en dat ek hy frege hie, hwat er mar al to goed wist. Mar nou moast dat folk ek wer net miene, dat der foar him gjin fragen mear oerbleauwen, dat hy alles sa mar fansels folbringe koe! Sa maklik wie it net om dy beide geboaden nei to kommen! Sels by dat twadde gebot kamen de fragen op jin oan. De rabbi hie him oplein, dat er de neiste leavje moast - mar hwa is de neiste? Heit en mem, broer en suster, frou en bern, dy yn elk gefal, mar hwa noch mear? Hoefier gyng soks? Foelen frjemden der ûnder, minsken dy't men net lije mocht, fijannen faeks? Dêr woe er dy rabbi dochs wol ris oer hearre. En dan kamen se faeks dochs noch ta in débat, dat syn opdrachtjowers bifredigje koe.

En om himsels to rjochtfeardigjen foar it folk en foar de Farizeën, en tagelyk ek wer net sûnder ûntsach foar de wysheit fan Jezus, frege er: ‘Mar siz my dan, rabbi: hwa is myn neiste?’

De Heare Jezus antwurde yn in gelikenis, mar al wie it dan gjin rjochtstreeks antwurd op 'e fraech fan 'e wetgelearde, it wie sa dúdlik, dat er it bigripe moàst. It wie it forhael fan 'e Barmhertige Samaritaen.

* * *

It barde op in kear, dat in man op reis wie fan

Jeruzalem nei Jericho, de iensume, rotsige wei lâns dy't fan 'e bergen delrint nei de flakte fan 'e Jordaen. Wylst er dêr sa allinne roun yn 'e holle wei tusken de rotsen, kaem der ûnforhoeds in binde rôvers op him ta mei swurden en stokken. Hy koe neat bigjinne tsjin de wapene banditen en nei't hja him heal-dea slein hiene, strûpten se him de klean út en namen al it jild, dat er by him hie; doe lieten se him lizze oan 'e kant fan 'e wei en gyngen har wegen. Dat er dêr omkomme moast en in wrede dea stjerre, koe har neat skele.

Sa lei er dêr dan yn 'e gleone sinne en wachte op 'e ein. Ut syn iepene wounen dripte it bloed, al syn lea wiene him stikken en hy koe net oerein komme. As der gjin ien lâns kaem en him holp, dan waerd dit syn dea. Mar hoe lang koe dat noch duorje? It hie barmhertiger west as hja him fuort mar deaslein hiene, dat wie better as dizze lange marteling. En dat er hjir nou stjerre moast, dat er noait syn frou en bern wer sjen soe, dy't thús op him wachten, dat er miskien net ienris in grêf ha soe! O God, tocht er, hwerom moat my dit nou oerkomme?....

Hoe lang't er dêr lein hie wist er net, mar ynienen hearde er fuortstappen. Mei muoite tilde er de holle op en seach in man de wei del kommen, in preester, dy't de kant op gyng nei Jericho. Syn hert bounze fan blydskip. God wie him dochs net gram mear en stjûrde in hillige preester om him to helpen! Hy liet de wurge holle sakje en die de eagen ticht. Nou kaem alles dochs noch goed, nou kaem er dochs wer thús....

De preester hie de man wol lizzen sjoen en syn earste gedachte wie, dat er op him ta gean moast en freegje oft er helpe koe. Mar doe't er tichterby kaem, seach er hoe slim it wie. Dy man koe net lang mear libje, sa like it him ta; it wie net to weagjen, dat er him holp: hy koe him wol ûnder de hannen stjerre. Fansels, hy hie syn tsjinst yn 'e timpel dien en wie wer op reis nei hûs, dat it soe net sa slim wêze as er in deade oanrekke: ear't it syn beurt wer wie om nei Jeruzalem, hie er alle tiid om him to reinigjen. Mar hy hie it altyd foar wenst hawn om ek tusken syn tsjinsten yn rein to bliuwen, lyk as mear fromme preesters diene, en as der hwat kaem mei dy man, dan hie al syn muoite om 'e nocht west! In preester moast de minsken helpe, dat wie sa, mar krekt as preester hie er alderearst in ropping foar God oer. It wie hurd, mar soms moat de minske wike foar it hillige. En al soe er helpe, hwat koe er dan noch dwaen? Hy hie gjin bist om him sa fier to dragen. Miskien hie er him ek noch net ienris oankommen sjoen.... Hy roun nei de oare kant fan 'e wei en sa hurd as er koe gyng er foarby. Noch ien kear seach er om. It wie in Joad oan 'e klean to sjen, mar hy hie gjin kunde oan him en it wie gjin preester. Gjin ien koe oait sizze, dat it syn neiste wie!....

De man oan 'e kant fan 'e wei hie gjin hope mear; as in preester him foarby gyng, hwat koe men dan noch fan gewoane minsken forwachtsje? Hy soe hjir stjerre yn 'e iensumens, forgetten fan God en minsken. De pine waerd aloan slimmer, de koarts baernde troch syn lea, de toarst wie net mear to dragen. As it mar net al to lang mear duorre.

En wer wiene der fuotstappen en it risseljen fan in lange mantel. It wie in Levyt, ek ien fan 'e timpel, mar hy wie net minder from as dy oare en ek hy gyng oan 'e oare kant foarby. Faeks doarst er ek net iens to helpen: hwa wist, loerden dy moardners ek net op him. It koene Seloten wêze en dy mijden neat, sels gjin timpeltsjinners!

It die de reizger gjin iens nij mear, dat ek dizze Levyt him net holp. Elk tocht oan himsels yn dizze wrâld en gjin ien soe him yn gefaer jaen om him. Mar it wie wol freeslik, sa to stjerren. Gjin ien dy't syn hân beethâlde soe, de lêste, bittere stoune; gjin hân dy't syn stekkende wounen wosk, gjin wurd fan treast, gjin slok wetter. Allinne dy razende pine en dy toarst.

* * *

En doe ynienen hearde er wer hwat: de flugge stap fan in ezel oer de hurde wei en noch ien kear kaem de langst yn him op om to libjen, om wer better to wurden, om nei hûs ta. Hy tilde de wurge holle op en seach.... Mei in smak liet er him wer falle. O God fan Abraham, tocht er, hwat haw ik dien, dat jo de spot mei my driuwe yn myn leed? Earst wie it in preester en dy gyng foarby; doe in Levyt en hy seach net nei my om, en dizze, dizze tredde is in Samaritaen.

Hark, hy hâldde de ezel yn. Fansels, dit liet er him net ûntkomme; in Joad, in fijân, dy't hjir to stjerren lei oan 'e kant fan 'e wei! Nou soe er oer him hinne bûge, him forflokke en yn it gesicht spuije!....

Hy lei dêr stil en kreunde net, mar hy hie gjin each fan dy oare ôf, dy't by de ezel stie en socht yn syn reistas. Hwat woe er? Socht er de dolk?

En dêrmei kaem de Samaritaen op him ta en glimke freonlik en tilde syn holle op en joech him wyn to drinken. It wie as krige er nije moed en nije krêft en syn hert sloech fan greate blidens. Dit wie in wûnder fan God: in preester en in Levyt, dy't foarbygyngen en in Samaritaen dy't him holp....

Nou wie alles dien, dat hjir bûten dien wurde koe: de wounen wiene wosken mei wyn en oalje en doe forboun en de slimste pinen wiene oer. De Samaritaen sloech de earmen om him hinne en tilde him op 'e ezel en doe gyngen se op reis, de lange, gleone wei del. Hy hong mear as er siet, mar njonken him roun dy frjemde en steunde him. Sa ridend diene him de lea wer sear, mar hy biet op 'e tosken en glimke moedich; by alle lijen wie er oer de mjitte bliid..

De Samaritaen brocht him yn 'e herberch to Jericho. Sels seach er der op ta, dat er in goed bêd krige en doe't er de oare moarns wer fierder moast, joech er de weard twa sulverstikken en sei: ‘Soargje goed foar him en hwat jo mear oan him bistelle meije, dat sil ik bitelje as ik weromkom.’ Doe seale er de ezel en gyng syn wegen.

* * *

‘En nou is dit myn fraech’, spriek Jezus tsjin de wetgelearde, ‘hwa fan dy trije, de preester, de levyt of de Samaritaen, wie de neiste fan 'e man dy't ûnder de rôvers forfallen wie?’

De wetgelearde koe der net foar wei; hy moast it antwurd jaen dêr't de rabbi him op ferge. Mar hy koe it net oer syn hert krije en siz: de Samaritaen; sels nei dit forhael dat Jezus forteld hie, woe dat haetlik wurd him net oer de lippen. Hy wie ré om de neiste leaf to hawwen - salang't dy neiste in Joad wie, mar net as it in Samaritaen of in heiden wie. En mei tsjinsin spriek er: ‘Ik tink, fan dy man dy't him barmhertichheit dien hie.’

Jezus antwurde: ‘Sa is it. Gean dan hinne en doch allyk sa!’

De wetgelearde bigriep bêst hwat Jezus bidoelde mei dat lêste wurd. It bitsjutte *net*, dat hy nou ek de wei nei Jericho op moast, om to sjen oft dêr faeks noch immen foar dea oan 'e kant fan 'e wei lei; it bitsjutte *net*, dat hy nou ek de wei nei Samaria gean moast om to sjen oft der gjin Samaritaen wie, dy't er helpe koe; it woe allinne mar sizze, dat er alle minsken leaf hawwe moast, dat sels in heiden en in Samaritaen syn neiste wêze koe en dat er dat oan it folk leare moast.

Hy wist der neat tsjin yn to bringen en biskamme gyng er fuort, de timpel út: in man dy't it sa goed wist en dy't net ienris fier wie fan Gods keninkryk, mar dy't der dochs noait yngean soe, om't er it iene net dwaen woe, dat Jezus fan him frege.

* * *

Doe't de wetgelearde fuortgien wie, kearde Jezus him nei de Farizeën dy't noch by him stiene. Nou't der net ien mear wie, dy't him hwat freegje doarst, gyng er sels yn 'e oanfal. ‘Hwat tinkt jim fan 'e Kristus?’ sei er, ‘hwaens soan is hy?’

Hja antwurden: ‘De Messias is Davids soan.’ En suver daegjend seagen se nei Jezus op. Dy Nazarener woe der dochs net op út, dat de Kristus net de soan fan David wie? As er dat sei, dan koe hiel it folk to-minsten sjen, dat er in leagener wie en dat er de Skriften net leaude!

De Heare Jezus tocht der net oer om it antwurd to jaen, dat hja forwachten. Ynpleats sei er: ‘As dat dan sa is, hoe neamt David him dan yn 'e Geast syn Heare? Hwant dat stiet yn ien fan 'e psalmen: “De Heare hat ta myn Heare sprutsen: Sit oan myn rjochterhân....” As de Messias dan Davids Heare is, hoe kin er dan tagelyk syn soan wêze?’

En wer stiene de Farizeën biskamme en koene se gjin antwurd jaen op Jezus' fraech. Hja bisochten it net iens en rounen by him wei, bang dat er har noch mear fragen foarlizze soe. Dizze iene wie al slimmernôch. Hja wisten fan in Messias dy't út it slachte fan David wie en op 'e troan fan David sitte en lyk as David de fijannen fan Israël fordylgje soe, mar hja leauden net oan in Messias dy't ek har Heare wie en har God. Hiene se dat mar leaud, dan soene se forstien ha, dat Jezus in gewoan minske wie en in soan fan David, mar tagelyk ek God en de Heare fan David; dan soene se ek bigrepen hawwe, dat er net alderearst op ierde kommen wie om it folk fan David to forlossen út 'e macht fan 'e heidenen, mar om to lijen en to stjerren foar elk dy't yn him leaude, ek foar har! Mar krekt dat lêste, dêr woene se neat fan witte.

It wé oer de Farizeën
232

Sa wie de Heare Jezus dan efterbleaun op it timpelplein mei de skare en mei syn tolve discipelen en allegearre dy't dy deis bisocht hiene om him yn syn wurden to fangen, de Farizeën, de Sadduceën, de wetgelearden, wiene de timpel útgien. As in kening, dy't de oerwinning bihelle en al syn fijannen fordreaun hie, sa stie er dêr.... Mar hy wist, dat it sa net bliuwe koe. Hja soene weromkomme, al dy tsjinstanners, as it har ûre wie, en hja soene har gleone haet oan him kuolje en him oerleverje oan Pilatus en dan soe dit folk, dat nou noch heech by him opseach en forsteld stie oer syn wurden, alhiel omkeare en har by de fijân jaen. En sels de discipelen, Petrus en Johannes en al de oaren, soene dy deis net njonken him

stean; hja soene wifkje en oan him twivelje en yn 'e ûre, dat er har it measte nedich hie, soene se him forlitte.... Nou al wiene se forbjustere dat er safolle sizze doarst tsjin 'e Farizeën, mar hy moast noch hiel oare dingen sizze, hwant it wie syn plicht om har en it folk to warskôgjen. Dat it de hate fan 'e Farizeën en 'e Skriftgelearden noch greater meitsje soe en dat it útrinne moast op it krús, dêr mocht it net om oergean....

* * *

Hy stie midden tusken it folk en tusken syn learlingen en mei lûde stim spriek er foar it lêst it oardiel út oer de Skriftgelearden en de Farizeën en oer allegearre dy't it mei har hâldden.

‘Der hat in tiid west, dat Mozes de lieder wie fan it folk Israël en dat er har syn wetten en foarskriften joech; yn it plak fan Mozes en op syn rjochterstoel sitte noutiids de Skriftgelearden en de Farizeën. Dêrom: alles hwat hja jimme sizze, doch dat en de wetten dy't hja jimme leare, hâld dy, mar ik siz jimme: doch net nei har wurken; hwant hwat hja sizze, dat is goed en bêst, mar hja dogge it sels net. Hwant mei har oerleveringen en foarskriften meitsje hja it de minsken tige swier, mar sels nimme se it net sa krekt; hja bine swiere en ûndraechlike lêsten gear en lizze dy de minsken op 'e skouders, mar sels stekke se der gjin finger nei út.

Jim miene faeks, dat dat lêste net wier is en jim sizze, dat de Farizeën dochs wol tige har bêst dogge om de wet to hâlden en dat hja mear bidde en faker fêstje en greater jeften jowe oan 'e earmen, as alle oare minsken? It is sa: hja meitsje it har tige drok mei har goede wurken, mar it helpt har neat, hwant hja dogge it net om God, mar hja dogge al har wurken om fan 'e minsken sjoen to wurden en om eare to wurden fan it folk. Mozes hat ien kear sein: “En it sil dy wêze ta in teken yn dyn hân en ta in oantinken tusken dyn eagen, dat de wet des Heare yn dyn mûle wêze mei....” en dêrom hawwe de âlden foarskreaun dat jim by it bidden in koker mei wetsteksten drage sille oan in riem om 'e earm en oan in riem om 'e foarholle; de Farizeën dogge dat ek, mar hja meitsje har gebetsriemen ekstra breed, dat de minsken fan fierren sjen kinne hoe from't hja binne. En ek de kwasten, dy't elke Israëlyt oan 'e mantel hawwe moat, meitsje se tige lang, om sjen to litten, dat hja better binne as alle oaren. Hja hâlde fan 'e earesit op 'e gastmiellen, en fan 'e foarstuollen yn 'e synagoge, en fan 'e groetenissen op 'e merken en hja fine it prachtich om fan 'e minsken Rabbi neamd to wurden.’

En doe, wylst er syn learlingen oanseach, spriek er: ‘Mar jimme, lit jim net “Rabbi” neame, hwant ien is jimme Master en jim binne allegearre bruorren. En neam gjinien hjir op ierde “Heit”, hwant ien is jimme Heit: dy't yn 'e himel is. Ek moatte jim net “Learaer” neamd wurde, hwant ien is jimme Learmaster: Kristus. Mar de heechste ûnder jimme sil jimme tsjinner wêze. Al hwa't himsels forheget, sil fornedere wurde en al hwa't himsels fornederet, sil forhege wurde.’

* * *

Der wiene wer inkelden fan 'e Farizeën en Skriftgelearden op it timpelplein kommen; ek al doarsten se him net mear to wurd, nei alles dat der bard wie, hja koene it dochs ek net litte om to harkjen en in bytsje skruten joegen se har der wer by. Hja kamen krekt op 'e tiid: hwat Jezus oan't nou ta sein hie, wie net mear as in ynlieding op syn oardielsrede en hy foroare der him net om, nou't hja it sels hearre koene. Lûd en moanjend klonken syn wurden oer it timpelplein:

‘Wé jimme, Skriftgelearden en Farizeën, jimme skynhilligen! Hwant ynpleats dat jimme dit folk de wei wize nei it keninkryk der himelen en dat jimme har foargean op dy wei, bihinderje jimme har om yn to gean en meitsje har it paed bjuster; sels geane jim net yn en dy't bisykje om yn to gean, dy litte jim net ta der yn to kommen.

Wé jimme, Skriftgelearden en Farizeën, jimme skynhilligen! Hwant as jim de kâns krije fordrukke jim de earmen en de widdouwen en nimme har huzen, it lêste dat hja hawwe, yn bislach en dat, wylst jim lange gebeden sizze. Mar God sil straffe, hwa't de huzen fan 'e widdouwen opyt en syn grime sil gean oer it gebet fan 'e skynhilligen. Sa sil jimme oardiel nammersto swierder wêze.

Wé jimme, Skriftgelearden en Farizeën, jimme skynhilligen! Hwant jim swalkje sé en lân ôf om ien heiden to bikearen, mar as er nei jimme harket en him by it folk fan God jowt en de wet fan Mozes hâldt, dan meitsje jim him in bern fan 'e hel, noch twaris sa slim as jim sels binne.

Wé jimme, Skriftgelearden en Farizeën, bline paedlieders dat jim binne! Hwant jim leare it folk om lichtfeardich to swarren en om de eed to brekken. As immen in eed dien hat by de timpel, sizze jim, dat is neat, mar swart er by it goud fan 'e timpel, dan moat er dwaen hwat er biloofd hat. Jimme dwazen en blinen! Is it goud fan 'e timpel dan mear as de timpel sels? Fierder sizze jimme: as in minske swart by it alter, dat hoecht er net nei to kommen; - “Hy hat neat sein” - mar swart er by de jefte dy't op it alter leit, dan is er hâlden to dwaen hwat er sein hat. Jimme dwazen en blinen! Hwat is mear, tinkt jim, de jefte, of it alter, dat de jefte hilliget? Ik siz jimme: dy't swart by it alter, dy swart ek by hwat der opleit en dy't swart by de timpel, dy swart ek by Him, dy't yn 'e timpel wennet en dy't swart by de himel, dy swart ek by de troane fan God en by Him dy't dêrop sit.

Hwant *elke* eed dy't de minske docht is in eed foar it antlit des Heare en hwa't sok in eed brekt, dy stiet skuldich foar God. Hoe great is dan jimme skuld net as jim net allinne jimme eden net hâlde, mar ek it folk noch leare de eed to brekken?

Wé jimme, Skriftgelearden en Farizeën, jimme skynhilligen! Hwant jim offerje net allinne de tsienden fan hwat jimme lân opjowt, mar jim geane ek nei de timpel mei it tsiendepart fan jimme túnkrûden, fan kruzemint en dille en komyn, dat suver de muoite net is. Mar it swierdere fan 'e wet: it leauwe en de barmhertichheit, dat dogge jim net. Fansels is it net forkeard dat jim fan alles de tsienden jowe, mar dat oare, dat moasten jim to-minsten dwaen. Wol binne jim bline paedlieders, jim dy't tige krekt binne yn it lytse en dy't it greate kwea net telle. Jim tjemzje it lytse michje út 'e wyn yn jimme tsjelk, mar de kamiel dy't der ynsit swolgje jim troch! En dat is oars likegoed in ûnrein dier!

Wé jimme, Skriftgelearden en Farizeën, jimme skynhilligen! Hwant jim reinigje wakker de itenspanne en de drinkenstsjelk, mar de spize en de drank dy't der yn sit, dy is fakenfolle stellen en dy wurdt brûkt yn oerdiedigens. Dû bline Farizeër, reinigje earst hwat jim yn 'e panne hawwe en skamje jim oer jim rôf en ûnbidigens en dan wurdt de panne fansels wol rein.

Wé jimme, Skriftgelearden en Farizeën, jimme skynhilligen! Hwant jim lykje op 'e grêven, dy't de minsken om Peaske hinne wytsje, dat elk se sjen kin en dat nimmen der ûngemurken op traepje soe, en dy't fan bûten tige moai binne, mar fan binnen sitte se fol deadsbonken en ûnhuerens. Sa binne jimme fan bûten tige rjochtfeardich, mar ynwindich sitte jim fol ûngerjochtichheit en hwa't nei jimme harket en jimme wurken docht, dy is slimmer ûnrein as in Peaskefierder dy't oer in grêf roun is.

Wé jimme, Skriftgelearden en Farizeën, jimme skynhilligen! Hwant jimme bouwe de grêven fan de profeten en forsiere de tinkstiennen fan 'e rjochtfeardigen, dy't jimme ôffears yn âlde tiden formoarde ha en jim sizze: As wy doe libbe hiene, dan soene wy net meidien hawwe oan it formoardzjen fan Gods profeten en wy hawwe gjin skuld mei oan har bloed. It liket tige moai: jimme foarfears hawwe de profeten deade en jim nimme it foar dy deade profeten op, mar it is dochs mar in klear biwiis, dat jimme de bern binne fan dy profetemoardners! Nou dan, as jimme har bern binne, doch dan ek har wurken en meitsje de mjitte fan har sûnden fol, hwant jim binne neat better. Ik wit, dat it sa gean sil. Hwant sjoch, God sil profeten en wizen en skriftgelearden ta jim stjûre en somliken dêrfan sille jim deadzje en oaren krúsigje en wer oaren sille jim giselje yn jim synagogen en har forfolgje fan stêd ta stêd, en sa sil op jimme hollen delkomme it oardiel Gods oer alle ûnskuldich bloed, dat op 'e ierde útgetten is, fan it bloed fan Abel ôf oan't it bloed fan Sacharia ta, dy't formoarde is tusken de timpel en it alter. Wiswier, wiswier siz ik jimme: dat sil allegearre delkomme op dit geslacht. Jimme slangen, jim njirrebrod, hoe soene jim dit oardiel fan 'e hel ûntrinne?'

* * *

Noch noait to foaren hie de Heare Jezus sa sprutsen tsjin de Farizeën, noch noait hie er har sa skerp it oardiel oansein en it folk op it timpelplein stie der forsteld fan. Hja tochten net oars, as de Farizeën en Skriftgelearden soene him foar it rjocht daegje en him foroardielje, mar der wie net ien dy't in hân nei him útstekke doarst. Nei alles hwat der dy deis bard wie, hiene se de moed net om him kwea to dwaen, sels net om him tsjin to sprekken en swijend gyngen se har wegen. Mar al lieten se it har dan nou net skine, har hate tsjin Jezus wie slimmer as ea to-foaren en hja wiene fêst fan doel om him to deadzjen.

‘Wy woene Jezus sjen...’
233

Dyselde deis dat Jezus yn 'e timpel syn fijannen to wurd stie en har allegearre it swijen oplei, barde der noch hwat bysûnders: der kamen inkelde Griken dy't nei him fregen en graech mei him yn 'e kunde komme woene. Fansels wie it neat net frjemd, dat der minsken út oare lannen to Jeruzalem kamen om it Peaske-feest to fieren: oeral yn 'e wide wrâld, en ek yn Grikelân, wennen Joaden en as hja it heal dwaen koene, trieken se mei de greate feesten nei de âlde stêd. Mar dizze minsken wiene gjin Joaden, al leauden se dan yn 'e God fan Israël en al hâldden se de sabbat en de spiiswetten; hja hiene har noch net bisnije litten en wiene dus noch net opnommen yn it folk fan Israël. Dat foar de wet wiene se noch altyd heidenen en yn it binnenste foarhôf mochten se net komme: dêr stie net om 'e nocht in boerd, dat elke heiden, dy't it weage om

fierder to gean, straft waerd mei de dea. En dochs hiene dizze Griken der hiel hwat foar oer om mear to witten to kommen fan God en fan Syn tsjinst, oars soene se de lange, moedsume reis der net om makke ha.

It sprekt fansels, dat hja to Jeruzalem ek fan Jezus hearden; elk spriek oer him en der wiene sokke frjemde dingen bard, dat sels dizze frjemdlingen der net ûnkundich fan bliuwe koene. It makke har suver ûnrêstich, al dy forhalen oer in rabbi dy't wûnders die en dy't sa sprekke koe, dat hiele skaren oan syn lippen hongen. Miskien soe er ek har ûnderrjochtsje wolle; der wiene noch sa folle dingen dy't hja net bigriepen en dy't hja net goedkrije koene. En dizze learaer, dy't mei tolgearders oan tafel gyng en sels de Samaritanen net forachte, dy soe ek wis mei har prate wolle, al wiene se dan gjin Joaden!

* * *

En sa gyngen se dan dy deis nei de timpel om Jezus to sykjen en om fan him in antwurd to freegjen op safolle swiere fragen. Hja troffen it lykwols net: de rabbi wie yn it binnenfoarhôf, dêr't hja net komme mochten. Hoe moast it nou? Hwa wist hoe lang't er dêr noch bliuwe soe en hja koene hjir dochs net ûren wachtsje? Mar al gau waerd der har trochdien, dat ien fan 'e tolve yn it foarhôf fan 'e heidenen wie, Filippus, dy't út Bethsaïda kaem. Bliid gyngen se op him ta en fregen: ‘Mynhear, wy woene Jezus wol sjen.’

Filippus bigriep daliks wol hwat dy mannen woene, en hy wist ek wol, dat hja sels ûnmooglik nei Jezus ta gean koene, mar hy gyng der dochs net ynienen op út om him op to heljen. Jezus soe fêst wol mei har prate wolle, dêr twivele er net oan, mar wie it wol forstannich om him nou by dy Griken to bringen? De Farizeën en Sadduceën wiene al sa forgrime op him en wachten al op in oanlieding om him foar it Sanhedrin to daegjen; as er him nou ek noch mei heidenen ôfjoech, hoe soe it dan komme?

Mar hy doarst dizze minsken ek sa net fuort to stjûren: it wie har oan to sjen, dat hja graech mei de Master prate woene en as Jezus it letter hearde, soe er it him faeks kwea ôfnimme. Hy woe yn elk gefal earst ris mei ien fan 'e oaren prate.

Andréas, syn freon, wie it tichtsteby en dy fortelde er alles. To-gearre praetten se der oer en doe gyng Andréas nei Jezus ta en brocht him it forsyk fan 'e Griken oer. Hy hie tocht, dat Jezus ienfâldich sizze soe: Ja, ik kom, of dat er wegerje soe, mar ynpleats naem er him dy simpele fraech tige nei.

Hwant foar de Heare Jezus wie de komst fan dizze Griken en har freonlike fraech in great en wichtich teken. Hy wie noch fol fan alles dat er dy deis bilibbe hie, fan syn striid mei de Sadduceën en de Farizeën, dy't him nou foargoed forwurpen hiene. En nou, nou't de liedslju fan syn folk neat mear fan him witte woene en nou't it hiele folk him mei koarten forwerpe soe, nou stiene dêr dy Griken en wachten op him! It âlde folk fan God kearde de Messias de rêch ta, mar yn har plak kamen de heidenen en fregen nei him. It makke him bliid en drôvich tagelyk, hwant it wie in teken, dat nou dêrmei de tiid fol wie en dat er mei gauwens stjerre soe. Hy tocht oan it wurd fan 'e profeet Jesaja: ‘En dy deis sil it barre dat de heidenen freegje sille nei de woartel fan Isaï, dy't stean sil ta in flage oer de folken, en de hearlikheit sil syn rêst wêze.’ Nou wie it dan dy dei en de gloarje wachte him, mar hy koe net forjitte, dat syn hearlikheit allinne mar komme koe troch de dea en it lijen hinne. Dy simpele wurden fan Andréas: ‘Master, dêr binne in mannich Griken, dy't jo graech to wurd wolle’, dy brochten him alles yn it sin, dat him to wachtsjen stie: de hearlikheit dêr boppe, mar tagelyk ek it krús en it donker grêf.

En earnstich spriek er: ‘Wiswier, wiswier siz ik jimme. As de weetkerl net yn 'e ierde falt en stjert, bliuwt hja allinne, mar as hja stjert, sa draecht hja folle frucht. Dy't syn libben leaf hat, forliest it, mar dy't syn libben hatet yn dizze wrâld, sil it biwarje foar it ivige libben. As immen myn tsjinner wêze wol, dy moat ré wêze om my oeral to folgjen, ek al soe er der syn libben by forlieze moatte, mar as er it docht, dan sil de Heit him earje. Nou is myn siele ûntdien, en hwat sil ik sizze? Sil ik freegje: Heit, forlos my fan it lijen dat komt? Né, mar om to lijen bin ik yn dizze wrâld kommen. Dit sil ik bidde: Heit, forhearlikje Jins namme!’

* * *

Noch mar krekt hie Jezus dy wurden sein, of der kaem in machtich lûd út 'e himel, in stim dy't sei: ‘En Ik haw him forhearlike en sil him jitris forhearlikje.’

De minsken op it timpelplein seagen kjel omheech; tongere it dêr heech yn 'e kleare, blauwe loft? It koe dochs net, om dizze tiid fan it jier en by dit waer? Mar oaren bigriepen better hwat der barde en fol ûntsach seine se: ‘Hark, in ingel hat mei him sprutsen!’ Allinne de learlingen, dy't Jezus sa folle better koenen en dy't fêst yn him leauden, hiene de wurden forstien en wisten dat it Godsels wie, dy't sprutsen hie ta syn Soan.

Jezus sei noch: ‘Net om my hat dy stimme der west, mar as in teken foar jimme, dat jim yn my leauwe soene. Ik sil forhearlike wurde, mar tagelyk is dat it oardiel oer de wrâld en oer de Satan, dy't útwurpen wurde sil út syn hearskippij. Mar allegearre dy't yn

my leauwe, ek de heidenen, sil ik ta my lûke as ik fan 'e ierde forhege wurd.'

De skare bigriep fan dizze wurden neat. Hja koene net bigripe hwat Jezus bidoelde mei dat prachtich byld fan 'e weetkerl dy't stjerre moat om frucht to dragen; hja forstiene net dat hy ek stjerre moast om sa syn greate gemeente to forgearjen. En ek dat lêste wurd, dat hy 'forhege' wurde soe, bifetten se net. Hy bidoelde der mei dat er earst oan it krús forhege wurde soe, mar ek, dat er dêrnei opfarre soe nei de himel. Mar dat lêste, dat bigriepen se net. En forwitend seine se: 'Wy hawwe út 'e Skrift lêzen heard, dat de Kristus net stjerre sil, mar dat er yn alle ivichheit bliuwt; hoe kinne jo dan sizze dat de Minskesoan forhege wurde moat? Binne jo dan de Messias, of net?'

De Heare Jezus antwurde net op dy twingende fraech. Earst de lêste deis fan syn libben, foar de heechste rjochter yn Israël, soe er iepenbierje hwa't er wie, mar hy warskôge har noch ien kear: 'Jim hawwe nou it Ljocht noch by jimme, mar it sil net lang mear duorje; leau dan yn it ljocht, dat jimme bern fan it ljocht wurde.'

* * *

Doe't de apostel Johannes letter dizze wurden fan Jezus yn syn evangeelje optekene, hat er der net by forteld, hoe't it mei dy Griken gien is en oft hja noch mei Jezus praet hawwe of net. It is ek neat net slim, dat wy it net witte: it gyng yn it evangeeljeforhael net om dy Griken sels, mar om har fraech nei Jezus, dy't in teken wie foar it folk fan Israël, in teken en tagelyk in earnstige warskôging.

Ien kear, doe't Jezus berne wie to Bethlehem, wiene der wizen út it *Easten* kommen om him to oanbidden; dat teken hie it oerhearrich folk net achtslein. En nou, yn 'e lêste wike dat er op ierde wie en nou't de liedslju fan Israël him forwurpen hiene en ré wiene om him oer to leverjen, joech God jitris in teken: de heidenen út it *Westen* kamen en fregen nei de Soan fan God. Mar ek dit twadde teken hawwe se net forstien....

'Twa lepta'
234

Yn dyselde wike dêr't sokke greate dingen yn bard wiene, - de keninklike yntocht yn Jeruzalem, de timpelsuvering, de fûle striid mei de Farizeën en Skriftgelearden - foel ek it simpel barren fan in widdou, dy't twa healtsjes yn 'e timpel brocht. En de Heare Jezus, dy't krekt to foaren syn oardielsrede hâldden hie tsjin de lieders fan it folk, en dy't de ûndergong oankundige hie fan stêd en timpel, foun dit foarfal net to lyts om der oer to sprekken en hy achte dy earme frou net to min om har ta foarbyld to stellen foar syn discipelen en foar elk dy't syn evangeelje heart....

* * *

Hy siet yn it foarhôf fan 'e froulju, ticht by it greate offerblok, dêr't de timpelgongers har jeften brochten. It wiene rike lju, dy't dy jouns by de skatkiste stiene en Jezus hearde wol, dat somliken hiel hwat foar de timpel oer hiene en in flink bidrach joegen. Hwant it wie doedestiids gjin wenst, dat elk sels syn jefte yn it offerblok die, mar hwa't hwat oan 'e timpel jaen woe, joech it jild oan 'e preester dy't de wacht hie en sei der by, hoefolle it wie; de preester telde it nei en ear't er it yn 'e kiste falle liet, neamde er lûd-op it bidrach. Dat sadwaende wisten de omstanders krekt, hwat elk joech en dat wie soms net aerdich foar hwa't earm wie en net folle to missen hie. Mar it hearde nou ienris sa en der waerd foar gjin ien in útsûndering makken.

De discipelen hearden forheard nei de greate getallen dy't de preester neamde; it moast dochs wol moai wêze, as men sa ryk wie en sokke jeften jaen koe! It soe har noait oerkomme.... En doe kaem der, mei al dy rike lju yn har djûre mantels, in earme frou op 'e preester ta, in widdou, lyk as oan har klean to sjen wie. Hja krige in kleur, doe't hja har jefte oerjoech: twa lytse koperstikjes. De fromme man by it offerblok waerd der suver kjel fan. Hoe doarst dat minske hjir komme mei sok in jefte? As hja dan bislist net mear misse koe, hwêrom hâldde se it dan net leaver? Der wie dochs net ien dy't it har oplei? Hy liet it yn him omgean oft er it wegerje soe, mar dat wie him ek to mâl; dy frou wie op it lêst in widdou. Mar hy skamme him al hast, doe't er de beide healtsjes falle liet op al dat sulver en sa lûd net as oars rôp er: ‘Twa lepta.’

De earme frou roun fjirder, bliid dat har offer dochs noch oannommen wie. Hja hie ek leaver mear jaen

wollen, mar God wist, dat hja net mear misse koe. Hja moast nou al in kear foarby fan iten, mar dat wie neat, dat hie se der bêst foar oer en dat hoegde net ien to witten. Dat hja ek hwat jown hie, oan God en foar syn hillich hûs, dat wie al sa moai.

* * *

It waerd stil by de skatkeamer. De preester stie to wachtsjen op in nije jefte en de discipelen wisten net hwat hja sizze moasten. Hja soene wol ris witte wolle hwat Jezus hjir fan tocht. Dy frou miende it goed, mar twa lepta, dat wie ek al net folle! Wie it net better om neat to jaen?

Doe rôp Jezus har om him hinne, alle tolve, en spriek: ‘Wiswier siz ik jimme, fan allegearre dy't hwat yn it offerblok jown hawwe, hat dizze widdou der it measte yndien. Hwant al dy oaren hawwe hwat fan har oerfloed brocht en allegearre hâldden se genôch oer, mar hja hat harsels it iten út 'e mûle sparre en fan har earmoed jown.’

De learlingen hearden binijd nei Jezus' wurden. Dat er it foar dy earme frou opnaem, dêr koene se ynkomme: it *wie* wier, dat dy twa koperstikjes foar har in greater offer wie as foar dy oaren twa sulversikkels - mar dat er nou, yn dizze Peaske-wike, noch oer sokke lytse dingen tocht, dat founen se hast ûnbigryplik. Nei de fûle striid mei de Sadduceën en de Farizeën, nei dy machtige oardielsrede tsjin de Skriftgelearden, nei alles hwat er sein hie oer it lijen dat him wachte, joech er him nou yn de soargen fan in widdou, dy't twa lepta nei de preester brocht! Hy moast de earmen en de ienfâldigen wol tige leaf ha, dat er nou noch om har tinke koe! En dochs.... nei dy yntocht yn Jeruzalem, de earste dei fan 'e wike, hiene se oare, greater dingen forwachte....

Letter lykwols hawwe de discipelen forstien hwat Jezus bidoelde. Hy hie de wetgelearde yn 'e timpel foarhâlden dat men God leafhawwe moat boppe alles: yn dizze frou dy't alles hwat hja hie oan God ôfstean woe, liet er syn learlingen sjen, dat er net to-folle frege hie en dat in minske it dwaen koe. Dizze widdou yn 'e timpel mocht foar alle tiden in foarbyld wêze foar Gods gemeente. En hja hat it sels net witten....

De kommende dingen
235

It wie al let dy jouns, doe't de Heare Jezus mei syn discipelen de timpel útgyng, de kant op nei de Oliveberch, dêr't er de lêste nachten sliepte. Op it timpelplein wie it stil en de learlingen seagen fol ûntsach op nei de hege gebouwen, dy't blonken yn it moanneljocht. Nearne yn 'e wide wrâld wie sok in prachtige timpel, mei sa folle bygebouwen en mei safolle gouden wij-jeften forsierd. ‘Hwa't de timpel fan Jeruzalem net sjoen hat’, seine de minsken doetiids, ‘dy hat noch noait hwat moais sjoen.’ En gjin wûnder, dat de echte Israëliten greatsk wiene op har Godshûs: jierren en jierren hie Herodes de Greate der oan boud en nou noch, lang nei syn dea, gyng it wurk troch; gjin jild noch tiid noch muoite waerd der oan sparre en aloan waerd it greater en moaijer.

De discipelen, dy't it al sa faek sjoen hiene, wiene der ek nou wer optein fan en iderkear seagen se wer om. Sa't it dêr stie, dat hiele kompleks fan gebouwen, yn it sulveren ljocht fan 'e folle moanne, like it, as soe it de ieuwen forduorje. En dochs hie de Master it oardiel sein oer de stêd en de timpel.... It wie hast net to leauwen! En fol biwûndering seine se: ‘Sjoch, rabbi, hokker stiennen en hokker gebouwen.’

Jezus antwurde tige earnstich: ‘Fan alles dat jim dêr sjogge sil der neat oerbliuwe; der sil gjin stien op in stien lizzen bliuwe, dy't net ôfbrutsen wurde sil.’ Mear sei er net, mar doe't hja har sliepplak opsocht hiene op 'e berch, kamen Johannes en Jacobus en Petrus en Andréas by him en fregen: ‘Heare, hwannear sil dat wêze, dat de timpel ûndergiet en dat de hiele wrâld in ein nimt? En hwat sil it teken wêze, dat Jo weromkomme om alles hearlik to meitsjen?’

Nei de lange dei yn 'e timpel wie de Heare Jezus wurch en yn 'e ein, mar by dizze fraech fan syn fjouwer discipelen tocht er net mear oan rêst en oan sliepen. Hy wie bliid dat er har dizze nacht noch ûnderrjochtsje koe oer de takommende dingen en tagelyk har warskôgje tsjin it wankend gefaer. Der soene net folle jounen mear komme, dat er sa rêstich mei har prate koe.

En hja wisten der noch sa'n bytsje fan, dy fjouwer trouwe freonen fan him! Hja leauden wol, nou't hy it sei, dat dizze hearlike timpel ienkear to-brutsen wurde soe, mar hja tochten, dat dan tagelyk de hiele wrâld forgean soe; hja kòene it har net yntinke, dat it libben mar wer gewoan troch gean soe, as de timpel der net

mear wie, jierren en ieuwen. Hja hoegden it ek allegearre net to witten; allinne it nedichste soe er har fannacht fortelle oer de fal fan Jeruzalem en ek oer de ein fan 'e wrâld, safolle ieuwen letter; mar hja mochten nou noch leauwe, dat dy beide oardielen tichte byinoar leine en yninoar oer gyngen. En doe bigoun er to sprekken. In machtige rede waerd it, in great en fier fisioen fan hwat der barre soe mei de timpel en mei dizze stêd Jeruzalem en mei hiel dy greate, sûndige wrâld, en soms spriek er oer it oardiel dat komme soe oer Israël en dan, sûnder oergong suver, gyng it oer it oardiel de Lêste Deis. De fjouwer discipelen koene it net allegearre útinoar hâlde, mar it measte bigriepen se wol, en mei gloeijende wangen en fol ûntsetting harken se nei alles hwat Jezus har fortelde. It wie, as seagen se alles foar har, alle leed en binearing, alle smert en ûndergong, mar ek de hearlikheit dy't weilein is foar de bern fan God. En net ien fan 'e fjouwer doarst mear hwat to freegjen, net ien foel him yn 'e reden, hja koene allinne mar harkje mei hiel har siel....

* * *

‘Tink der om, dat gjinien jimme forliede sil yn dy dagen, dat ik net mear by jim bin. Hwant der sille minsken komme, dy't har útjowe foar de Messias en dy't útroppe sille op 'e wegen: “Ik bin de Kristus en ik sil dit folk forlosse út 'e macht fan 'e heidenen”, en hiele skaren sille achter har oanrinne. En jimme sille hearre fan oarloggen en opstân, mar lit jim ek dan net fan 'e wize bringe, hwant dat is de ein fan 'e wrâld noch net. Hwant it sil net bliuwe by in oarloch hjirre en in opstân dêrre, mar hiele folken sille slach leverje tsjin elkoar, folk sil stride tsjin folk en keninkryk tsjin keninkryk en tagelyk sille der hongersneden komme en de pest sil woedzje en der sille ierdbevingen wêze op forskate plakken. Mar hoe slim dat ek wêze mei, it is noch mar it bigjin fan 'e wéën.

En yn dy dagen sille de fijannen jimme forfolgje en jimme giselje yn har synagogen en hja sille somliken fan jimme deadzje en om myn namme sille alle folken fan 'e ierde jim haetsje. Ek sille se jimme foar de rjochters daegje en sels foar stéhâlders en keningen sille jim stean, mar krekt dêrtroch sille jim tsjûgje fan my en elk sil witte, hwa't ik bin en hwat ik op ierde dien haw; hwant oan alle folken moat earst it evangeelje forkundige wurde. As hja jimme dan ophelje om jim foar de rjochter to bringen, sit der dan net oer yn hwat jim sizze sille en bitink jim der net fan to foaren oer, hwant as it sa fier is, sil it jim ynjown wurde. Hwant as it der op oan komt, binne jimme it net dy't sprekke, mar it is de Hillige Geast sels, dy't mei jimme mûle sprekt.

Mar tink ek wer net, dat it in lichte fordrukking wêze sil en dat jim it maklik hawwe sille! Hwant sels jimme freonen en jimme eigen famylje sille jim forriede en oerleverje oan 'e fijân. De iene broer sil tsjin de oare tsjûgje en de heit tsjin syn eigen bern; bern sille opstean tsjin har heit en him forriede en him deadzje. Sa sille jim fan alleman hate wurde, fan frjemd en eigen, fan sibbe en freon om't jim yn my leauwe, mar ek dan moatte jimme op my bitrouwe en stânfêst bliuwe oan 'e ein ta. Mar ik siz jimme: sels yn dy swiere forfolging sil der net in hier fan jimme holle forlern gean, hwant ik sil jim biwarje. Hwa't om my syn libben forlieze wol, dy sil it bihâlde.

* * *

En hwat dizze timpel en de stêd Jeruzalem oangiet: as jimme yn it hûs fan God de wrede heidenen stean sjogge mei har ûngodsbylden - lyk as de profeet Daniël foarsein hat en lyk as it al ris earder bard is yn 'e tiid fan 'e Syriërs - wit dan, dat it oardiel komt. Hwa't dan bûten Jeruzalem is en op it lân wennet, lit dy net nei de stêd ta gean om taflecht to sykjen achter muorren en poarten, mar lit him leaver flechtsje

nei de bergen. Mar lit him der net mei wachtsje, hwant de tiid driuwt. Hwa't op it dak is, moat net mear yn 'e hûs gean om hwat guod mei to nimmen en hwa't op it fjild oan it wurk is, moat net mear nei hûs gean om syn bêste klean to heljen, mar hja moatte daliks op 'en paed gean. En sa swier sil dy flecht wêze en sa great it gefaer, dat jim God wol bidde meije dat it net yn 'e winter falt, as de wegen min binne en men net bûten sliepe kin, en net op in sabbat, as der neat to krijen is en gjin ien jim helpe wol. En wé de froulju, dy't in bern forwachtsje of dy't in lytsen-ien meidrage moatte, hwant yn dy dagen sil der sa'n fordrukking wêze as der net west hat, en ek nea wer wêze sil. En as de Heare dy dagen net ynkoarte hie, dan soe gjin minske it úthâlde kinne, mar om jimme, dy't Er útkard hat, hat Er dy dagen ynkoarte. Hwant der sil swiere need wêze oer hiel it lân fan Israël en in greate grime oer dit folk en hja sille falle troch it swurd of weifierd wurde nei frjemde lannen en Jeruzalem sil fan 'e heidenen forwâdde wurde, sa lang oan't de tiden fan 'e heidenen fol wêze sille.

En sels dan noch, yn dy greate need sille der leagenprofeten opstean en sizze, dat hja de Kristus binne, mar ik siz jimme: leau it net! Sels as hja wûnders en tekens dogge, sa great, dat sels de útkarden der hast fan forlaet wurde soene, leau jimme har net. As hja sizze: de Kristus is yn 'e wyldernis, gean der net hinne en as hja sizze: hy is yn 'e binnenkeamer, leau it net! Hwant it is wier dat ik ien kear wer op 'e ierde komme sil, mar net yn 'e woastine mei in binde Seloten en net yn it forhoalen, yn 'e binnenkeamers, mar lyk as de wjerljocht weisjit út it Easten en oan it Westen ta ljochtet, sa sil ienris wêze de komst fan 'e Minskesoan.

Lit jimme dan net forliede: ik haw it jimme yn it foar sein.

Mar as dy greate dei komt en de ein fan 'e tiden, dan sil de sinne fortsjusterje en de moanne sil gjin ljocht mear jaen, en de stjerren sille fan 'e himel falle en de himelkrêften sille forwrigge wurde. Dan sil der greate eangstme wêze ûnder de folken fan 'e ierde, en men sil yn noed wêze om it bolderjen fan sé en branning en it hert sil har bijaen fan freze en forwachting fan alles dat it ierdryk oerkomme sil. En dan sil it teken fan 'e Minskesoan forskine oan 'e himel, en alle slachten fan 'e ierde sille roukleije oer har sûnden en hja sille my kommen sjen op 'e wolkens mei greate krêft en hearlikheit. Mar as de minsken beevje en har op it boarst slagge fan binaudens en as hja biswymje fan eangst, dan sil der in ein komme oan jimme lijen en jim sille de holle opstekke, hwant ik sil myn ingelen útstjûre mei in swierlûdige bazún en hja sille myn útkarden gearbringe út 'e fjouwer wynstreken, fan it iene útein fan 'e himelen oant it oare.

* * *

En hjirmei haw ik jimme fraech biantwurde, hwat der barre sil mei dizze stêd en mei de wrâld. Jow dus goed acht op hwat der barre sil mei Jeruzalem en op alle tekens dy't hinnewize nei har fal. Hwant dat it komme sil, dêr kinne jimme wis fan wêze!

It is der mei as mei de figebeam, dy't winters keal is en dy't let yn 'e maeitiid syn blêdden kriget; mar as er ienkear útsprút dan witte jim ek wis, dat de simmer nei-oan is; sa moatte jim ek leauwe, dat as dy tekens barre, dêr't ik jim fan sprutsen haw, dat dan ek it oardiel oer dizze stêd nei-oan is. Ik siz jimme, dat ear't al dy minsken dy't my nou forwerpe sille, noch stoarn binne, dizze timpel ûndergean sil.

Mar as jimme my freegje, hwannear't dan de ein komme sil en it lêste oardiel, dan moat ik it antwurd skuldich bliuwe. Fan dy dei en dy ûre wit nimmen net; iksels wit it net en likemin de ingelen, dy't mei my komme sille; allinne de Heit, dy wit it.

Hwant sa't it wie yn 'e dagen fan Noach, sa sil it ek wêze, de deis dat de Minskesoan komt; hwant lyk as hja itende en drinkende wiene yn 'e dagen foar de sûntfloed, en lyk as hja trouden en to trouwen joegen oan't de dei dat Noach yn 'e arke gyng, en hja neat bimurken ear't it wetter kaem en har allegearre meinaem, sa sil it ek wêze as de Minskesoan komt. Dan sille der twa yn it fjild wêze en itselde wurk dwaen, mar de iene sil fan 'e ingelen opnommen wurde en yn 'e himel komme, mar de oare sil efterbliuwe en forlern gean; sa sille der twa froulju mealle oan 'e selde mole, mar de iene sil oannommen en de oare sil efterlitten wurde. Hwant dan is it to let om jin noch to bikearen!

Weitsje jimme dan, hwant jim witte net op hwat ûre de Heit komt. It is der mei as mei in húshear, dy't op reis gyng en de slaven it wurk hiet en de doarwachter oplei om de wacht to hâlden; sa moatte ek jimme weitsje, hwant jim witte net hwannear't de hear fan it hûs werom komt, de jouns let, of midden yn 'e nacht, of mei it hoannekraeijen of yn 'e iere moarn. Sillich is de tsjinstfeint, dy't drok oan it wurk is en de slaven op 'e tiid it iten jowt, as syn hear wer thús komt: ik siz jimme, hy sil him leanje en him macht jaen oer alles dat er hat. Mar wé de tsjinstfeint, dy't net it wurk docht dat him oplein wie, mar dy't ynpleats it guod fan syn hear der trochbringt, dy't yt en drinkt mei de sûpers en de oare slaven slacht: hwant syn hear sil komme op in dei dat er it net forwachtet en op in ûre, dat er der net om tinkt en hy sil him folterje litte en him de straf jaen fan 'e skynhilligen, dat er ivich skrieme sil en op 'e tosken knarse.

Doch jimme dan sa net, mar wachtsje geduldich, dat jimme herten net biswierre wurde fan roes en dronkenskip, noch fan 'e soargen fan it deistich libben, dat dy dei jim net ûnforhoeds oerkomt, lyk as in fûgel fongen wurdt yn 'e forriederlike strûp.

Weitsje dan en bid, dat jim de krêft hawwe meije om al dy dingen to dragen en dat jim bistean meije foar it antlit fan 'e Minskesoan.’

* * *

En dat lêste, dat hja weitsjende wêze moasten en syn komst altyd forwachtsje moasten, skerpe er syn discipelen jitris yn mei in gelikenis.

Der wiene op in kear tsien fammen, dy't har rémakken om nei in brulloft ta. It wie in machtich hear, dy't trouwe soe, dat hja founen it in hege eare, dat hja ek ta it gastmiel bean wiene en hja teagen de feestklean oan en namen de lampen op en sa gyngen se bliid op stap nei it hûs fan 'e breidgeman.

Doe't hja dêr kamen wie wol alles ta de brulloft ré, mar de breidgeman wie der noch net mei syn freonen en hy koe ek noch net komme. It wie net ienris slim, founen de fammen, dat hja wachtsje moasten: strak waerd it noch donkerder en nammersto moaijer soe it lykje mei al dy lampen. En sa hiele lang soe it ek fêst net mear duorje....

Hja wachten yn in lytse keamer fan it greate hûs en stieken yn it foar de lampen oan; safolle oalje naem it net en dan wiene se mar ré as de breidgeman kaem. Hoeden setten se de lange stokken mei de lytse lampkes del en gyngen der by sitten. Earst praetten se drok en bliid, mar doe't it al letter waerd en de breidgeman al mar weibleau, waerden se stil en slûch; yn it smel fortrek walmen de tsien lampen en it waerd der waerm en near. Op it lêst sieten se foaroer to knikkeboljen en foelen yn 'e sliep. En wylst hja dêr

slûgen, en fan gjin tiid meur wisten, baernden de lytse lampen leech.

* * *

It wie al om midnacht hinne, doe't in boade de tiding brocht, dat de breidgeman der oan kaem. Lûd klonk de rop troch it stille hûs: ‘Sjoch, de breidgeman komt, gean út, him yn 'e mjitte.’ De fammen waerden kjel wekker en sprongen op. Hoe hiene se nou de breidgeman forjitte kinnen en it blide feest! O, en de lampen wiene omtrint út; der moast nedich oalje by.

Mar fan 'e tsien jongfammen hiene mar fiif sa forstannich west om oalje mei to nimmen; dy geaten nou hastich har lampen fol en makken har klear om nei bûten ta. Doe seine de oare fiif: ‘Och, jow ús dochs hwat fan jimme oalje, hwant ús lampen geane út en sûnder ljocht kinne wy net mei yn 'e optocht.’

De fiif wize fammen skodhollen. Fansels, gjin ien koe sûnder lamp de breidgeman to-mjitte, it soe skande wêze en in hún foar sok in heech hear, mar foar alle tsien wie der gjin oalje genôch. En hja seine tsjin de oaren: ‘It is wol spitich, mar wy kinne jim wier neat jaen, oars soene ûnderweis ek ús lampen útgean, mar gean nei de winkellju en keapje foar jimsels; it is net iens sa fier en de breidgeman is hjir noch lang net oan ta.’

En hastich, sa hurd as hja rinne koene oer de donkere, ûnsljochte wegen, gyngen de fiif dwaze fammen de stêd yn. Hwerom hiene se der ek net earder oan tocht? Nou wiene alle winkels ticht en hoe lang soe it net duorje, ear't hja de keaplju út it bêd kloppe hiene? As it mar net to let wie en de doar fan 'e feestseal sletten!

En wilens gyngen de fiif wize famme de stêd troch en de poarte út en al fan fierren seagen se de blide optocht kommen mei fakkels en mei lampen, in lange rige flikkerjende ljochten yn 'e stille nacht. Hja rounen fluch en joegen der har by en doe't hja de breidgeman hulde dien hiene, mochten se mei yn 'e ljochte brulloftsseal. Doe't alle gasten der yn wiene en elk syn plak hie oan 'e lange tafels, diene de slaven de doarren ticht.

It feest wie noch net lang bigoun, doe't der kloppe waerd op 'e greate doar. It waerd stil yn 'e wide seal en de breidgeman riisde oerein; syn gesicht stie strang en donker, doe't er nei foaren gyng. Hwa weage it nou noch him to steuren, nou't er hjir siet njonken syn jonge breid en nou't de brulloft oan 'e gong wie? Hiene se dan oan midnacht ta gjin tiid hawn om him op to heljen? Wisten se dan net, dat oan syn tafel allinne mar plak wie, foar hwa't him eare en hulde dien hie?

En bûten, bang en biskamme, rôpen de fiif fammen: ‘Hear, doch ús iepen; wy binne wol to let, mar wy miene it jo goed, en ús lampen baerne nou!’ Mar strang klonk syn lûd, doe't er spriek: ‘Wiswier siz ik jimme: ik ken jim net!’ En de doarren bleauwen ticht....

‘Weitsje dan’, sa einge Jezus syn forhael, ‘hwant jim witte net de dei en de ûre, dat de Minskesoan komme sil.’

* * *

En dêrnei spriek er noch fierder oer hwat der barre soe op dy greate dei, mar dizze kear sûnder byldspraek en net mear yn gelikenissen, dat syn learlingen it goed bigripe soene.

‘As dan de Minskesoan komt yn syn hearlikheit en al de hillige ingelen mei him, dan sil er sitten gean op 'e troane fan syn hearlikheit en hy sil oardielje alle folken fan 'e ierde. En as hja allegearre foar syn antlit steane, sil er har faninoar skiede, lyk as de hoeder de skiep fan 'e bokken skaet. En de skiep, dat binne de minsken

dy't yn him leauwe en him leaf hawn hawwe op 'e ierde, sil er sette oan syn rjochterhân, mar de bokken, dat binne hja dy't net yn him leaud en syn wurd net oannommen hawwe, oan syn lofterhân.

Dan sil de kening tsjin har dy't rjochts fan him steane, sizze: “Kom, jimme gunstlingen fan myn Heit, en ervje nou it keninkryk, dat foar jimme taret is fan it oanbigjin ôf. Hwant ik hie honger en jimme hawwe my to iten jown; ik hie toarst en jimme hawwe my drinke litten; ik wie in frjemdling en jim hawwe my ûnderdak jown; ik wie neaken en jim hawwe my klaeid; ik wie siik en jim hawwe my opsocht; ik siet yn it tichthús en jim hawwe my bisocht.

Dan sille de rjochtfeardigen him antwurdzje en sizze: “Heare, mar *hwannear* ha wy jo hongerich sjoen en jo to iten jown, of toarstich, dat wy jo drinke lieten? En *hwannear* hawwe jo as frjemdling by ús west en ha wy jo in hinnekommen jown, of neaken, en klaeiden jo? En *hwannear* ha wy jo siik sjoen, of yn 'e finzenis, en binne ta jo kommen?”

Dan sil er tsjin har sizze: “Né, net oan mysels hawwe jim al dy goede dingen dien, mar wiswier siz ik jimme, doe't jim dat diene oan ien fan myn minste bruorren, hawwe jim it oan my dien!”

En dêrnei sil er sizze tsjin dy't oan syn lofterhân binne: “Gean jimme by my wei, forflokten, yn it ivige fjûr, dat foar de duvel en syn ingelen oanset is. Hwant ik hie honger en jim hawwe my net to iten jown; ik hie toarst en jim hawwe my net drinke litten, ik wie in frjemdling en jim hawwe my net yn 'e hûs nommen, ik wie neaken en jim hawwe my net klaeid, siik en yn 'e finzenis en jim hawwe my net opsocht.”

Dan sille dy ek antwurdzje en sizze: “Heare, mar hwannear hat dat dan west, dat jo by ús honger hiene of toarst, of dat jo in frjemdling wiene, of neaken of

siik, of yn it tichthús en dat wy jo net bitsjinne hawwe?”

Mar hy sil harren antwurdzje en sizze: “Wiswier, ik siz jimme, foarsafier jimme dat net dien hawwe oan ien fan dizze alderminsten, dy't hjir steane oan myn rjochterhân, hawwe jimme it ek oan my net dien. Hwant hwa't myn bruorren net leaf hat om my, dy hat ek my net leaf!”

En dizze lêsten sille yngean yn 'e ivige pine, mar de rjochtfeardigen yn it ivige libben.’

* * *

It wie stil op 'e Oliveberch. Jezus spriek net mear en de learlingen wiene forslein fan alles dat hja heard hiene. Swijend seagen se nei de stêd en de timpel, dêr foar har yn it mylde moanneljocht. Sa rêstich lei Jeruzalem dêr, sa heech en hoekich stiene dêr de timpelgebouwen; men koe hast net leauwe, dat alles undergean soe yn fjûr en flammen. As de Master sels it net sein hie.... Mar fansels, dat oardiel koe de ein net wêze: nei de fal fan stêd en timpel soe har Heare wer komme op 'e wolkens fan 'e himel en dan soe er alles hearlik meitsje. Dêr moasten se op wachtsje, hie er sein, en dêr moasten se om bidde.

Mar as dat sa wie, as Jezus nei lange tiid wer by har komme soe, dan moast er earst by har weinommen wurde. En ek dat wie swier to forstean. Mear as trije jier hiene se him nou folge, alle dagen wie er by har, alles koene se him freegje, yn alles diene se, hwat hy har hiet -; hoe soe it wêze, as hy der net mear wie om har to learen? Hja koene it har noch net yntinke....

En dêrmei hearden se him sizzen: ‘Jim witte, dat it mei twa dagen Peaske is; nou dan, de deis fan it feest sil ik oerlevere wurde om krusige to wurden.’ Bang seagen se nei him op. Sa rêstich hie er it sein, en tagelyk sa djip-earnstich, dat hja it wol leauwe moasten! Noch twa dagen! En oan it krús! It wie sa skriklik, sa ûnbigryplik.... Of soe it dochs noch in gelikenis west ha, in djippe riedselspreuk? Hja wisten it net en hja doarsten it ek net to freegjen.

En doe joegen se har del op 'e kant fan 'e berch. It wie al let yn 'e nacht, doe't hja fan wurgens yn in swiere sliep foelen.

De Man fan Karioth
236

Dyselde wyks kaem yn ien fan 'e timpelgebouwen it Sanhedrin gear om to rieplachtsjen oer Jezus. It wie net de earste kear en lang fan to foaren wie it bislút al fallen, dat er stjerre soe; it gyng der nou mar allinne mear om hoe't hja him it bêste fange en deadzje koene.

As er in gewoan man west hie, dy Nazarener, in reizgjend learaer of wûnderdokter, lyk as der doedestiids wol mear it lân troch teagen, dan hiene se der wol wei mei witten: der wie altyd wol in man to finen, dy't foar in grou stik jild in moart dwaen woe. Soks wie tsjin de wet fansels, mar in great kwea koe it net wêze: dy forlieder fortsjinne net better en as it folk der nou mei bihâlden wie? De Seloten diene it ek wol en as de moardner it hwat bihindich oanlei, kraeide der gjin hoanne nei; sels de Romeinen makken har net drok oer in deade Joad mear of minder, to-minsten as it net ien fan har freonen wie.

Lykwols wie it dúdlik, dat it sa net koe mei Jezus. Sels as der gjin skare by him wie, moast men altyd noch rekken hâlde mei dy tolve learlingen, dy't him oeral hinne folgen en dy't alles foar him oer hiene; it wie ienfâldich ûnmooglik om him ûngemurken oan to fallen en to deadzjen. Mar sels al soe it kinne, yn 'e nacht

bygelyks en bûten de poarte, dan soe it noch neat jaen. Hy hie de skaren sa bilêzen, dat hja noch yn him leauwe soene, sels al wie er net langer by har; syn discipelen soene sizze dat er fuortgien wie nei de wyldernis en dat er letter weromkomme soe om him to iepenbierjen as de Messias en it folk wie dommernôch om sok in forhael to leauwen.

Dat der wie mar ien wei op om him kwyt to wurden: hja moasten him finzen nimme en him as in rebel oan 'e Romeinen oerleverje; earst as Pilatus him foroardiele hie en hy as in falske Messias oan it krús hong, soene de Galiléers ynsjen, dat er har bidragen hie en dan soe meïïens har forearing omslaen yn gleone haet.

Mar sels as dat alles fêst stie - en alle partijen yn it Sanhedrin wiene it dêr oer iens! - dan noch moasten se tige hoeden to wurk gean. It mocht dan wier wêze, dat it folk sa heech net mear mei him wei-roun as de Sneins fan 'e yntocht, dêrom wie it noch net to weagjen en slach de hannen oan him op it folle timpelplein. Hoe maklik, as hja him seagen mei de boeijen om, koe dy âlde leafde wer opflamje en koene se in

oanfal dwaen op 'e soldaten fan 'e timpelwacht - en as it sa fier kaem, wie fierder alles mooglik. Der broeide dochs al forset yn 'e folle stêd, nou't op it Peaske-feest de rebel Bar-Abbas mei twa fan syn hantlangers krusige wurde soe.

En sa foel dan dy deis it bislút: de timpelwacht soe Jezus finzen nimme, as it koe noch *foar* it feest en oars de wyks nei Peaske, mar yn gjin gefal *op* it feest en net op it timpelplein. Mar doe't hja har wegen gyngen nei de lange gearsit, hiene de mannen fan it Sanhedrin noch de rjochte moed net: it wie al sa faek misroun mei har plannen tsjin Jezus.

En doe, dyselde deis noch, wylst de oerpreesters oerleine mei de offisieren fan 'e timpelwacht, barde der hwat dêr't gjin-ien op rekkene hie en dat alles gâns makliker makke: Judas Iskarioth, ien fan 'e tolve, kaem by har en bea har oan, om Jezus oan har oer to leverjen foar jild....

* * *

Der hie in tiid west, yn it earstoan, dat Jezus troch de stêdden en doarpen fan Galiléa gyng, dat ek Judas yn him leaude en tocht, dat er de Messias wie. It spiet him net, dat er alles forlitten hie om de rabbi to folgjen; it wie him in hege eare, dat hy, de man út Juda, in learling wêze mocht fan 'e profeet út Galiléa en hy leaude fêst, dat ien kear it hiele folk fan Israël him oannimme soe as har Messias. Dat soene blide dagen wurde, as Jezus siet op 'e troan fan David en hearskippij hie oer de folken fan 'e wrâld. Hwat hindere it, dat er nou noch earm wie, dat er gjin eigen hûs bisiet, dat er fan jowne stikken libje moast, as sok in hearlikheit foar him wei-lein wie? Troch lijen ta hearlikheit - gyng it sa net altyd mei hwa't yn wierheit great wie? Wie it ek mei Jozef net troch de djipte gien, mei Mozes, mei kening David? Sprieken de profeten net oer it lij[en] fan 'e Messias, mear hast noch as oer syn hearlikheit? Né, it soe wol goed komme mei de Man fan Nazareth en hy, Judas, hy woe alles mei him drage: dit heukerich libben, it swalkjen fan stêd nei stêd, toarst en honger op 'e lange marsen, de gleonens fan 'e simmerdagen en de kjeld fan 'e winter, de fijânskip fan 'e minsken, alle smaed en hún. Hwant hoe greater it lijen dat hja útstean moasten, hoe greater de gloarje, dy't komme soe.

En lang soe it ek fêst net mear duorje. Dit wurk yn Galiléa koe net oars wêze as in bigjin en as noch greater skaren him folgen en noch mear minsken yn him leauden, dan soe er optsjen nei Jeruzalem en it keningskip oangean. Gjin macht yn 'e wrâld soe him keare kinne, Pilatus net, noch alle legioenen fan Rome. En hja, de tolve discipelen, dy't alles forlitten hiene om him to folgjen, soene mei him hearskje en diele yn syn gloarje. It lei him by, dat hy, de iennichste Judeër fan 'e tolve, net de minste wêze soe....

En doe kaem de dei dat Jezus har útstjûrde, twa by twa, troch de doarpen fan Israël. Ek Judas gyng mei en forkundige it evangeelje fan 'e Messias dy't kommen wie; ek Judas lei de siken de hannen op en ek foar him joegen de démonen bilies. Hy wie oer alle mjitten bliid en naem it as in teken fan 'e hearlikheit, dy't stie to kommen. Soms seach er himsels al sitten yn in heech paleis, mei tsjinners dy't foar him bûgden en slaven, dy't fleagen op syn winken. En mar ien troan yn alle wrâld soe heger wêze as sines: dy fan 'e Messias sels! Hy hie der gjin erch yn, mar doe al, wylst er noch yn Jezus leaude, tocht er mear oan syn eigen eare as oan 'e gloarje fan 'e Kristus, mear oan himsels as oan Jezus.

* * *

Net lang nei dy wûndere reis troch it lân fan Israël wie de omkear kommen: de Seloten woene neat mear fan him witte, it folk, dat noch altyd jubele by elk wûnder dat er die, leaude net yn him en, hwat it slimste wie, de lieders fan it folk haten him. It kaem allegearre oars as Judas tocht hie en Jezus die net, hwat er fan him forwachte. As er dan de Messias wie, hwerom die er dan net syn bêst om it hiele folk foar him to winnen? Dat er him net ôfjoech mei dy wylde Seloten, dêr koe men ynkomme, mar hwat sin hie it en stegerje de Farizeën en de Sadduceën ôf mei syn skerpe wurden? As it oait hwat mei him wurde soe, moast er dy hege mannen ommers dochs brûke?

En dan dy frjemde dingen dy't er sei! Syn keninkryk wie net fan dizze ierde - Hy wie net kommen om oer syn folk to hearskjen, mar om it to tsjinjen -. Joech soks nou pas foar ien, dy't út it skaei fan David wie? Stie der dan net yn 'e Skriften, dat de Messias de heidenen hoedzje soe mei in izeren skepter? Soe hy dan Israël suverje, hy, dy't mei tolgearders oan tafel gyng? Al sokke fragen kamen by him op; hy koe der net útkomme en hy wie to greatsk, om der mei nei Jezus to gean.

En ek de oare discipelen koe er net mei prate oer dy dingen; hja bigriepen Jezus ek lang altyd net, mar hja skikten har en namen syn wurden oan, ek al gyng it tsjin alles yn dat hja hopen en forwachten. Hy koe sa net; hy woe Jezus folgje, mar allinne as er sels wis wie fan 'e wei. De alve leauden yn Jezus, mar it wiene meast fiskerlju út Galiléa, dy't de wrâld en de minsken net koene; hja seagen net yn, dat it mei de rabbi de forkearde kant út gyng. Sels leaude er al net mear, dat Jezus de Messias wie. Yn elk gefal soe er de eagen iepenhâlde en as it nedich wie, soe er op 'e tiid syn draei nimme. Hy soe wol oppasse, dat er net neaken en earm efterbleau, as it mis gyng mei Jezus....

Yn dy tiid bigoun er to-mûk hwat efter to hâlden fan it jild, dat er útdiele moast oan 'e earmen. Yn it earst skamme er him noch, mar letter wende it en gyng it fansels. En dat it noait hwat wurde koe mei dat keningskip, dat waerd mei de dei dúdliker. Jezus hie al in pear kear sprutsen oer syn dea en as dat wier wie, dan hie alles om 'e nocht west. In Messias, dy't net spriek fan striid en oerwinning, mar fan lijen en stjerren.... En doe't hja letter nei Jeruzalem reizgen en Jezus dêr syn wurk bigoun, doe wie it to-minsten dúdlik. Hy die syn bêst net om it Sanhedrin to winnen, mar ynpleats jage er se allegearre tsjin him yn it harnas. It wie bytiden as socht er de dea! Men koe fan tinken wol hawwe, hwêr't dat op útrinne moast; hy wie net mear feilich yn Jeruzalem en moast him biskûl hâlde bûten de grinzen fan Juda. En sa'n ien woe dan de Messias wêze, tocht Judas bitter, de greate Davidssoan....

Noch ien kear, op dy frjemde tocht nei Jeruzalem, doe't hja net troch it lân fan 'e Samaritanen teagen mar ynpleats mei de skaren nei de timpel trieken, hie Judas de hope hawn, dat it dochs noch goed komme soe. Dy mars troch Jericho, de rop fan Bar-Timéüs, de jubel fan 'e Galiléers, de palmtûken op 'e wei.... Soe er nou dochs noch kening wurde? Doarst er it dochs oan? As er mar woe, as er alles op alles sette, dan koe it! Mar it wie dúdlik, dat dit ek syn lêste kâns wie....

Dyselde jouns noch, yn 'e seal dêr't Maria Jezus salve, wiene him foargoed de eagen iepengien. Gjin keningseare wachte Jezus, gjin kroan en gjin gouden skepter, mar it tsjuster grêf. ‘Yn it foar hat hja my salve ta myn bigraffenis.’ Dat wurd koe er net wer kwyt wurde, oan-ien-wei kaem it him wer yn it sin en hy tocht himsels al lilker. It wie dus *net* syn doel om it keninkryk oan to gean en lykwols liet er him ‘Soan-fan-David’ neame en naem er de hulde oan fan 'e Galiléers. Hy hie har allegearre bidragen, de tolve, de skare op 'e wei, it folk fan Jeruzalem. En as hja net oppasten, dan sleepte er ek har mei yn 'e dea!

En dan dat wurd oer it jild fan 'e earmen en dat hja de earmen altyd wol goed dwaen koene, dat forjoech er him noait wer. De toan, dêr't er it op sein hie, forwitend en lokjend tagelyk.... Hy wist dus, dat er it jild fan 'e earmen nommen hie, mar hy hie der neat fan sein. As er him doe noch bistraft hie, as er him foar al dy oaren to skande set hie - dat hie er bigripe kinnen, mar dit stil forwyt, dat koe er net fordrage. Hy koe noch by him komme en syn skuld bilide, mar dat woe er net. Hy, Judas Iskarioth, hy woe net bidde en smeke om forjowing, hy woe net libje fan genede: hy woe syn rjocht! It wie *rjocht* dat Jezus kening waerd, dat er hearske oer alle folken en dat Judas, syn discipel, diel mei hie oan syn gloarje! It wie *ûnrjocht* as er al dy kânsen forsmiet en de dea socht en noait soe Judas in Messias folgje, dy't him ûnrjocht die!

Sûnt dy jouns yn Bethanië hate er syn Master, mar hy liet it him net skine en gyng as in freon mei him om. Hy roun foaroan by de yntocht yn Jeruzalem, hy stie njonken Jezus doe't er de timpel suvere, hy siet stil to harkjen doe't er spriek oer de ûndergong fan 'e stêd. Mar boppe de hosanna's fan 'e Galiléers, boppe it bletterjen fan 'e offerskiep, boppe Jezus' drôve wurden, hearde er iderkear wer dat wurd: ‘....ta myn bigraffenis.’ De dea en it grêf.... Mar it hie net hoegd, as Jezus it net wollen hie! En al greater, al skrikliker waerd syn grime en syn haet.

* * *

De oare deis hearde er, dat it Sanhedrin bisletten hie om Jezus to deadzjen en dat de oerpreesters en de timpel-offisieren rieplachten oer de bêste manear om him to fangen. Doe wist er hwat him to dwaen stie: hy soe har helpe en sa soe er syn wraek nimme oer alles, dat de rabbi him oandien hie!

Hy wifke net mear, mar joech him daliks op wei nei de timpel. Hy naem it koartste paed en hy roun oft alle duvels út 'e hel him rieden. Dit wie syn dei! Hy hie oars gjin gedachten mear as oan syn wraek. Wraek oer alle idele forwachtingen, oer alle hope, oer alle earmoed en skande, oer alle leafde fan Jezus en oer syn great geduld. Hwant wylst er hjir roun troch de stille strjitten, wist er djip yn syn hert, dat Jezus him nòch net loslitten hie, dat er nòch ta him komme mocht, dat er him nòch forjaen woe. Hie er it sels net sein: ‘sawntich kear sawn kear’? Mar hy gyng net werom, hy woe net; hy hate Jezus en it meast noch hate er him om syn leafde!

Lûd bounze er op 'e doar en doe't de tsjinner him der yn liet, roun er rjocht op 'e oerpreesters ta. ‘Hwat wolle jim my jaen’, sei er heas, ‘as ik jim Jezus, de man fan Nazareth oerleverje?’ Hy wachte en seach net hoe't har eagen blonken fan in ûnhillige blydskip; hy murk net iens, dat hja de holle bûgden, dat er net sjen soe hoe bliid hja wiene.

Doe't hja harsels wer yn 'e macht hiene, naem de âldste it wurd. Suver koel en út 'e hichte spriek er: ‘As jo ús de Nazarener oerleverje, yn alle stilte en op in plak dêr't it gjin each jowt, dan sille wy jo tritich sulverlingen jaen.’ It wie gjin hege priis foar sok in lef forrie, mar dochs altyd noch in lytse fyftich goune: hy koe der in hoekje lân foar keapje, flak by Jeruzalem, dêr't de groun it djûrst wie. En as it him al to min wie, dan koe der altyd noch oer praet wurde! It soe net om in mannich sikkels oergean!

Mar Judas Iskarioth frege net mear, hwant greater as syn jildsucht wie syn hate tsjin Jezus. ‘Ik nim it oan’, sei er koart. Doe't hja alles bipraet hiene gyng

er fuort, de stêd troch, nei it plak dêr't Jezus wie. Hy skamme him net oer syn forrie.

* * *

Yn 'e seal by de timpel praetten de oerpreesters noch lang nei oer dizze ûnforwachte bisiker. Hwa hie dit oait tinke kinnen? En dan ien fan syn tolve freonen! Hy moast him wol djip haetsje, dy man fan Karioth, dat er syn Master forkocht foar tritich sulversikkels! Yn elk gefal soe nou alles noch goed komme en sûnder opskuor. Mei help fan Judas soe it nou ek noch kinne op it feest; it hie nou gjin sin mear om it út to stellen. En bliid gyngen se har wegen, de fromme preesters....

De Peaske-seal
237

En nou wie it al wer in dei letter, de Tongersdeis foar it feest. Noch ien dei en alle fromme Joaden soene it peaskelaem slachtsje en it ite yn 'e nacht, mar ek dizze joun waerd der yn mannich hûs al in feestmiel hâlden mei wyn en brea en bitterkrûd, it saneamde Foarmiel; dêr folge dan de Freeds, de greate dei fan it feest, it echte Peaske-miel op, sa't it foarskreaun wie yn 'e wet fan Mozes.

Ek de Heare Jezus hâldde him oan it âld en hillich brûkme, ek hy woe mei syn discipelen oansitte yn in keamer to Jeruzalem, ek al soe er it greate Peaske-miel yn 'e Freed-to-nacht net mear bilibje. Op 'e selde tiid as yn 'e timpel to Jeruzalem de peaskelammen slachte waerden, soe hy hingje oan it krús en bûten de stêd syn libben jaen foar syn folk. Dat it kaem nou al tige ticht oan, syn lijen en stjerren, en dizze lêste dei wie it hert him swier fan leed. Mar likegoed seach er dochs noch út nei it jounmiel mei de tolve, nei dy stille ûre dat gjin frjemden har steure soene en dat hja prate koene fan hert ta hert.

* * *

Hja rounen stadich de Oliveberch del, de kant op nei Jeruzalem. It wie noch ier yn 'e moarn, mar de discipelen praetten al drok oer it feest dat sa nei oan wie. It die har nij, dat de Master sels der noch net oer praet hie en dat er noch net, lyk as oare kearen, in pear fan harren oanwiisd hie om alles klear to meitsjen. Oare jierren wie alles al dagen yn it foar regele en nou wisten se noch net iens yn hokker hûs hja it Peaske ite soene; it waerd heech tiid dat hja seagen om in seal, as it to-minsten al net to let wie yn 'e folle stêd. Fansels de dei wie noch foar hannen, mar as Jezus der nou net gau oer bigoun, dan moasten se it him yn it sin bringe. Hoewol, dat doarsten se ek hast net dwaen: hy roun dêr sa stil en earnstich, krekt as wie er forgetten dat hja by him wiene....

De Heare Jezus wist wol, dat de discipelen der oer yn sieten, hwêr't hja it Peaske-feest fiere soene en hy soe it har nou dêrmei sizze, mar op in oare wize as hja tochten. Dizze kear woe er de namme fan 'e strjitte net neame en it hûs net krekt oantsjutte, hwant Judas wie der by, dy't him forriede soe. Dêrom hie er wol in keamer bisprutsen by ien fan syn freonen, mar hy hie it net sein tsjin 'e discipelen: hja soene it wol sjen, as er der mei har hinne gyng en dan soe it to let wêze foar Judas om it Sanhedrin to warskôgjen.

Hwant it mocht dan fêst stean dat yn dizze nacht de fijannen de hannen oan Jezus slaen soene, dêrom woe er noch net oerfallen wurde yn 'e feestseal. Net yn in bisletten hûs soene de soldaten fan 'e timpelwacht him finzen nimme, mar bûten de stêd, yn it donker, op in plak dêr't er maklik flechtsje koe, dat alleman sjen soe,

dat er him frijwillich oerjoech. Yn in keamer mei ien doar en ien trep, soe er him oerjaen *moatte*; op it plak dêr't er dizze nacht hinnegyng, koene se him allinne mar gripe as er it sels *woe*. En dêrom hie er tsjin nimmen sein, hwer't hja oansitte soene.

Doe't er noch altyd neat sei, koene de discipelen it net langer úthâlde; hja kamen op him ta en seine: ‘Heare, hwer moatte wy dizze kear it Peaske rémeitsje?’

Jezus seach, dat ek Judas der by wie en dat er skerp harke nei elk wurd dat der sein waerd. Wer fielde er hoe fûl dy iene discipel him hate en it makke syn lijen noch wer swierder. Al wist er dan, dat Judas him oerleverje soe, dêrom wie er dochs noch syn learling en hie er him dochs noch leaf. Hy woe him net fortelle hwêr't de Peaske-seal wie, mar hy woe him ek net fuortstjûre en him net biskamme meitsje foar de alve. Noch wie it de tiid fan genede en noch koe Judas by him komme mei al syn sûnde en skuld. Der kaem in tiid, dat it foar ivich to let wie en dat er syn discipel oerjaen soe oan 'e Satan - mar sa fier wie it nou noch net. Dizze lange, lêste dei soe er noch by him

wêze, soe er syn wurden hearre en syn djippe leafde fiele; dizze joun soe er noch by him sitte oan 'e dis en ite fan syn brea en yndope yn syn skûtel en earst as de nacht kaem en de ûre fan 'e tsjusternis, soe er de hannen fan him ôflûke. Ek de forrieder soe syn tiid úttsjinje en it folle part hawwe....

Mar de fraech fan 'e discipelen hie ek sin: it waerd tiid, dat de tafel oanrjochte waerd. Hy rôp Petrus en Johannes en lûd en dúdlik, dat ek Judas it hearre koe, spriek er: ‘Gean de stêd yn, jimme beide, en der sil jim in man tsjin komme, dy't in krûk wetter draecht; folgje him en as er yn in hûs giet, siz dan tsjin de hear fan dat hûs: Sa seit de Master, hwer is myn keamer, dêr't ik mei myn learlingen peaske hâlde sil? Hy kin my wol en sil jim daliks in boppeseal wize: gean dêr yn en meitsje it ús dêr ré.’

Judas hie it wol goed heard en hy forbiet syn woede. In man mei in krûk op it skouder, in húshear dy't Jezus koe, in greate seal mei tafels en banken.... Nou wist er noch neat. En sok in kâns krige er miskien noait wer: in hûs yn Jeruzalem, in strjitte dy't men ôfsette koe, in trep, dêr't alles lâns moast en in hiele dei om de oerpreesters de boade to dwaen! Mar hy joech it dêrom net oer! Der kamen mear dagen nei dizze! Fol grime seach er Johannes en Petrus gean; dy mochten it witte, dy wiene better as hy. Mar de dei fan syn wraek kaem dochs!

* * *

De beide discipelen rounen mei greate stappen op 'e stêd ta. Der moast noch hiel hwat dien wurde en noch gâns ynret foar it feest, mar it wie in eare dat de Master har twaën opdracht jown hie. Hja soene soargje, dat der neat ûntbriek as Jezus joun mei de oaren kaem.

Doe't hja flak by de stêd wiene, kaem der in man op 'e poarte ta mei in krûk op it skouder. It foel daliks op, hwant it wie gjin wenst dat mânlju wetter hellen yn in krûk; it wie froulju swurk en as in manspersoan it al die, naem er leaver in wettersek, dêr't gâns mear yn koe. Mar miskien hie syn hear him oplein, dat er fris wetter helje moast en út in stiennene krûk smakke it gâns better as út sa'n learen sek.

Hja folgen de man, de smelle skeane strjitten lâns en gyngen efter him oan troch de hege poarte fan in hûs. Op it binneplein seagen se de eigener stean en fregen: ‘De Master seit, hwer is de seal dêr't ik mei myn learlingen it Peaske ite soe?’ De man frege neat mear; hy wist wol hwa't it wie dy't him dizze boaden stjûrde en, bliid dat er hwat foar Jezus dwaen koe, gyng er har foar de treppen op. It wie in wide boppeseal dy't er har wiisde, in seal mei in tafel en diwans en de romte fan kjessens. By de doar stiene de krûken al klear, dêr't it wetter yn moast en der hongen skjinne doeken by. Der soene net folle keamers wêze yn 'e stêd Jeruzalem, dy't gaedliker wiene ta har doel. Doe smieten se de lange mantels út en bigounen alles ré to meitsjen.

It wie al let op 'e middei ear't hja klear wiene. Nei al de drokte wiene se bliid, dat it sa fier wie. It soe wol hearlik wêze, in lange joun mei de Master allinne. Hjir soene gjin frjemden har steure, gjin siken dy't him fregen om help, gjin skaren dy't harken nei syn wurden, gjin Farizeën dy't mei him strieden oer de wet. As er nou dizze joun mar net ta har spriek oer lijen en stjerren en oer de ûndergong fan stêd en timpel. Hy wie dochs de Messias en hy soe dochs sitte op 'e troan fan David? As er nou, op dit Peaske-feest ris spriek fan syn hearlikheit dy't komme soe, sa mar ienfâldich wei, sûnder gelikenissen....

Doe hearden se it lûd fan stappen yn 'e strjitte en fan bikende stimmen. Hastich gyngen se nei de poarte en lieten Jezus en de tsien discipelen yn. Oan 'e loft blonken de earste stjerren.

It Jounmiel
238

En sa wiene se dan noch ien kear byinoar yn 'e Peaske-seal, de Heare Jezus en alle discipelen, mar dat it de lêste kear wêze soe, dat wist hy allinne. It makke him tige drôf en tagelyk ek wûndere bliid: bliid, om't er dizze lange joun noch by har wêze mocht om it feest fan Peaske to fieren en drôf, om't er nou sa gau al fan har skiede moast en om al it leed dat hja drage soene. Mar fan beide, fan syn fûl fortriet en fan syn djippe freugde, bigriepen de learlingen neat en, sûnder dat hja it woene, makken se dizze lêste ûre syn lijen noch ûnnedich swierder.

Doe't hja de seal ynkamen en elk syn plak socht om 'e tafel, hiene se fuortynienen de krûken mei wetter stean sjoen. Hja wisten fansels wol hwerom't dy dêr stiene en hwerom't Johannes en Petrus se fol helle hiene: it wie om foar it hillich miel de fuotten to

waskjen. Hwant wol kiene se, ear't hja op reis gyngen nei de Peaske-seal, harsels alhiel wosken, - gjin fromme Israëlyt soe dat oerslaen op 'e hege Feesten - mar fan it rinnen op 'e moudige wegen waerden de fuotten daliks wer smoarch. Elk hie fansels maklik syn eigen fuotten waskje kinnen, mar dat hearde dochs sa net by sok in feestmiel en yn elk gefal joech it gjin pas foar Jezus. Ien fan harren moast it dwaen, mar in oar de fuotten waskje, dat wie it wurk fan 'e minste slaef en net ien fan 'e tolve woe graech de minste wêze. En hie de Master nou sels mar ien oanwiisd, dan hie it sa mar klear west, mar hy hie wol nei de krûken sjoen en fan it wetter op har, mar sein hie er neat. Doe wie er swijend nei de tafel gien en hie syn plak ynnommen, dat hwat koene se doe oars dwaen, as syn foarbyld folgje?

En nou leine se dan by de tafel, elk op syn diwan. Ek dat wie al oars as oars. Troch-en-dei, as hja meiinoar ieten, sieten se by de tafel, mar by it Peaske-miel wie it wenst om oan to lizzen; it wie it teken, dat hja frije mannen wiene, forlost út 'e slavetsjinst fan Egypte. Dy't slaef is stiet to iten, of hy mei sitte by wize fan gunst, mar dy't frij is hat it rjocht en liz oan tafel. Dat ek dêrom al paste it net, dat hja elkoar de fuotten wosken; dy't oanleit oan 'e dis heart gjin slave-wurk to dwaen. Hoewol, it wie al spitich, dat hja nou mei ûnreine fuotten oanlizze moasten; hja skammen der har suver oer en it wie hast as wie it gjin Peaske sa.... Mar de Master skynde it net slim to finen, oars soe er it wol sein hawwe.

* * *

Doe't it miel al bigoun wie, alhiel neffens it âld gebrûk, mei in segenspreuk oer it iten en it ôfspielen fan 'e rjochterhân en it drinken fan 'e earste beker wyn, doe hiene se der noch gjin frede mei. Noch noait hiene se sa oan it Peaske-miel lein! Suver strak seagen se nei de spizen foar har - it Peaske-brea, de grienten, it bitterkrûd - om dy stoffige fuotten mar net mear to sjen. En hwa hie it nou dwaen moatten, hwa wie de minste fan 'e tolve? As Jezus it mar sein hie.... Mar hja wisten ommers ek noch net iens hwa't fan harren de measte wie! Johannes lei deun by Jezus, mar hwerom kaem dy nou it eare-plak ta? Wie hy better as alle oaren, hie er mear foar Jezus oer hawn, hie er mear forlitten om de Heare to folgjen? En soe er nou letter, as Jezus it keninkryk oangien wie, ek de earste en heechste wêze?

En dêr krigen se doe noch wurden oer, fuort nei't de beker roungien wie. It waerd in hiele striid en der foelen skerpe, bittere wurden en it kaem net iens by har op, dat hja der Jezus in great fortriet mei diene. Hy hie har noch sa folle to sizzen dizze lêste joun en ynpleats dat hja nei him harken en allinne om him tochten, makken se syn lijen noch swierder. Hie dan alles om 'e nocht west, hwat er har leard hie? Hie er har dan noch net fakernôch foarhâlden, dat hja net harsels sykje moasten, mar dat de iene de oare tsjinje moast? Ien kear hie er in lyts bern yn har formidden delset en sein, dat hja wurde moasten as de bern en dat hja oars net yngean soene yn it keninkryk Gods. Wie dat dan allegearre al wer forgetten? Dan soe er it har noch ien kear sizze, nou net mei wurden, mar mei de died, dat it har in libben lang by bliuwe soe! Swijend gyng er oerein. Syn eagen wiene donker fan in great fortriet, mar tagelyk seach er har oan mei in greate, djippe leafde. Doe roun er stil nei de doar, dêr't de wetterkrûken stiene en lei de wite mantel ôf.

It waerd stil yn 'e wide seal; gjin ien doarst mear hwat to sizzen en mei forhearde eagen seagen se nei Jezus, dy't wetter yn it bekken skepte en de lange doek omboun. Earst doe't er wer op 'e tafel ta-kaem bigriepen se, hwat er woe. Mar dat koe dochs net, dat hy, de Kristus Gods, har de fuotten wosk, dat hja oan 'e tafel leine en dat hy it wurk die fan in slaef? Hwerom moast dit nou sa, hwerom rôp er net ien fan harren, hwerom swijde er aloan, as wie er lilk op har? En bang en

biskamme seagen se nei him, sa't er knibbele by de diwan en mei syn wurk bigoun. Mar der wie net ien dy't omheechsprong, net ien dy't rôp: Heare, jow my dy doek en dat wetter en siz, dat ik it dwaen mei!

Sels Petrus kaem net oerein, Petrus, dy't oars altyd sa gau biret wie en dy't wol faker sein hie, hwat de oaren allinne mar tochten. Mar ien ding stie al by him fêst: de Master soe him de fuotten net waskje! Dat de oaren it gewurde lieten, dat moasten se sels witte, mar hy woe it net. De Soan fan God soe him gjin slavetsjinst dwaen! Hy soe noait de eagen wer opslaen doare, as Jezus him dit oandie! Dy't ien kear sitte soe op 'e troan fan David, dy soe net bûge by syn diwan!

Doe't Jezus oan him ta wie, kearde er him om en sei forwitend: ‘Heare, wolle jo my de fuotten waskje?’ Jezus sei freonlik: ‘Hwat ik doch, Petrus, dat bigrypstû nou noch net, mar letter sil it dy dúdlik wurde.’ En dat moast genôch wêze foar in discipel, dy't sa folle fan Jezus hâldde. De Master wist wol, hwat er die en dan foege it Petrus om him to skikken. Mar ek dizze kear miende Simon Petrus, dat er it better wist en wylst er syn fuotten opluts, sei er: ‘Jo sille my yn der ivichheit de fuotten net waskje!’ Jezus seach him oan en antwurde earnstich: ‘As ik dy net waskje, hastû gjin diel oan my!’

Doe bigriep Petrus, dat er ek dizze kear wer to hastich west hie. Hy koe net ynsjen, dat it nedich wie dat Jezus him wosk, mar gjin diel hawwe oan him, syn discipel net wêze, dat koe ek net, dat soe sa freeslik wêze. ‘Heare’, rôp er, ‘waskje my dan mar, net

allinne de fuotten, mar ek de holle en de hannen.' De Heare Jezus skodholle. Hy waerd net lilk op dy hastige discipel, dy't sa fan it iene úterste yn it oare foel, mar hy sei rêstich: 'Né, Petrus, dy't him hielendal wosken hat, dy hat allinne mar fanneden de fuotten to waskjen, dêr't er mei oer de moudige wegen roun hat en fierder is er al rein.'

En doe joech Petrus dan bilies en stiek Jezus de fuotten ta. Nou wie er bliid, dat de Heare ek him helpe woe, likegoed as al de oaren en dat ek hy diel mei hie oan it keninkryk Gods. Mar fan 'e djippe sin fan hwat Jezus sein hie, bigriep er noch net folle. Hwant dit waskjen fan 'e fuotten wie tagelyk ek in teken dat har de sûnden forjown wiene: net allinne de fuotten wiene suver, mar ek har hert wie rein. Dy't thús al wosken wie, dy hoegden yn 'e feestseal mar allinne de fuotten wosken to wurden; dy't yn Kristus leaude, dy *wie* al in nij minske wurden en allinne it kwea dat er alle dagen wer die, moast him iderkear wer forjown wurde. En allinne hwa't dat docht: elke dei wer mei syn skuld en sûnde ta Jezus gean, dy allinne hat diel oan him. Letter hawwe Petrus en de oare discipelen it better forstien, hwat Jezus bidoelde, mar dat er har op it heechste leaf hie en dat er alles foar har oer hie, dat wisten se doe daliks al.

* * *

Dyselde jouns, doe't it jounmiel al nei de ein roun, bigoun de Heare Jezus der jitris oer. 'Jim neame my Master en Heare', spriek er, 'en it is goed, hwant ik bin it. Mar as ik, jimme Heare, jim nou de fuotten wosken haw, dan binne jim ek skuldich elkoar de fuotten to waskjen. Ik haw jim jouns in foarbyld jown, doch jimme it nou to-nei ek en dan sille jim sillich wêze.'

En wer seach er har oan, drôvich en dochs mei greate leafde. 'Ik haw sein dat jim sillich wêze sille, mar dat jildt net foar jimme allegearre: ik wit, dat ien fan jimme my net leaf hat, mar dat er my oan 'e dea ta hatet. Hwant ek foar my is wier, hwat David sein hat yn ien fan syn psalmen: "Dy't myn brea yt, dy hat de hakken tsjin my opheve." Ik siz it jim nou al, dat jim letter, as it bard is, witte sille, dat ik it bin, dêr't de Skriften fan sprutsen hawwe.' En doe, mei triljend lûd en tige ûntdien, spriek er: 'Wiswier, wiswier, siz ik jimme: ien fan jimme sil my forriede.'

De alve discipelen hiene it allegearre heard en hja waerden slim forslein. Wie it dan dochs wier, dat Jezus falle soe yn 'e hannen fan syn fijannen? Wie it dan dochs gjin gelikenis, alles hwat er sein hie oer syn dea en bigraffenis? Mar as dat koe, as sokke dingen mooglik wiene, dan koe ek dit wier wêze! As it dan foarbiskikt wie, dat ien fan 'e tolve him forriede soe, dan koe it èlk fan harren oerkomme. Hja wisten, dat hja him leaf hiene en noait hiene se der oer tocht om him oer to leverjen, mar as er it sels sei, dan moast it dochs wier wêze! En bang en beevjend fregen se: 'Hwa is it dan, dy't jo forriede sil?' Jezus antwurde: 'It is ien, dy't net fier fan my ôfsit en mei my yn 'e selde skûtel stipt.' En allegearre bigounen se to roppen: 'Bin ik it, Heare? Ik bin it dochs net?'

Ek Judas wie kjel wurden, doe't de Heare sa dúdlik Bei, dat ien fan harren in forrieder wie. Nou wist er, dat al syn slimme plannen dochs noch mislearje koene en dat er Jezus net yn stilte oerleverje koe. Mar ynpleats dat er nou ta ynkear kaem en syn skuld bilied, waerd er noch mear forgrime. Hy hie der al bang foar west, dat de rabbi fan syn plannen wist, mar hy woe net dat de oare discipelen it ek hearden: as dy him net mear fortrouden en mei syn alven om him tochten, dan krige er noait gjin kâns om Jezus oer to leverjen. Dat doe't hja allegearre rôpen: 'Ik bin it dochs net?' doe frege ek hy: 'Bin ik it Heare?' En sels nou, dizze lêste joun, woe de Heare

him net iepenlik bistraffe; hy seach him allinne mar strak oan en sei sacht: ‘Dû seist it sels!’

Net ien fan 'e alve hie fornommen hwat Jezus sein hie en net ien wist noch, dat Judas de forrieder wie: hja sieten fiersten-to-folle oer har sels yn en tochten, dat ien fan harren it wêze soe. Doe naem de Heare jitris it wurd op en sei: ‘Wês net bang, dat hwat ik sein haw jim allegearre wol oerkomme kin. Dy't dizze swiere sûnde dwaen sil, dy docht it út eigen frije wil en it is syn eigen skuld. Hwant de Minskesoan moat wol oerlevere wurde, lyk as de Skriften fan him skreaun hawwe, mar wé dy minske, dy't him forriede sil! It wie better foar him, dat er nea berne wie....’ En ek dat wurd hearde Judas, mar hy bihurde syn hert en sloech it gjin acht.

Ek Petrus hie dy lêste wurden heard. Nou wist er dan fêst, dat de Master him net bidoelde, mar dan woe er nou ek witte hwa't it al wie. Hy koe him net yntinke dat ien fan harren sa djip falle koe, mar as Jezus it sels sei.... Hy wonk syn freon Johannes, dy't nêst Jezus oanlei. ‘Freegje dû hwa't it is.’ Johannes bûgde him daliks nei Jezus oer en die syn fraech. De Heare antwurde: ‘Dy is it, dy't ik nou it brea, as ik ynstipt haw, jaen sil.’ En dêrmei naem er it en joech it Judas oer. De forrieder naem it swijend oan en iet. It wie wol wier hwat de Heare earder sein hie: ‘Dy't myn brea yt....’

Petrus en Johannes koene it noch net bigripe. Judas, de iene Judeër fan 'e tolve, dêr't hja sa heech by opsjoen hiene en dy't oer it jild gyng! It wie net to leauwen, dat er hjir nou sitte koe en mei Jezus ite, wylst er him foar nommen hie om him to forrieden. It binaem har alle blidens suver.

Mar swierder as foar de beide learlingen wie it foar

Jezus en gjin ien yn 'e Peaske-seal koe bigripe, hwat der yn him omgong. Nou wie it jounmiel oer en de ûre kaem, dat er Judas loslitte moast en him oerlitte oan 'e Satan. It foel him swier, mar it koe net oars: hy moast ek yn dit stik dwaen, hwat de Heit yn 'e himel him oplei. Ien kear hie Abraham yn âlde tiden it mes opheve om syn soan to slachtsjen; nou wie hy, de Soan fan Abraham, ré om it offer to bringen fan ien dy't er leaf hawn hie. Syn lûd trille net, doe't er sei: ‘Judas, hwatstû fan doel wiest, doch dat nou daliks!’ Doe riisde de forrieder oerein en gyng de doar [ú]t. It wie tolve ûre yn 'e nacht.

* * *

En noch bigriepen de alve net, hwat Judas dwaen moast; sels Petrus en Johannes hiene net bigrepen, dat it nou al sa fier wie. Hja tochten, dat er hwat keapje moast foar it feest fan 'e oare dei, of dat er yn 'e timpel in jefte dwaen soe foar de earmen, dy't de feestwyn sels net bitelje koene. Dat koe, hwant dizze iene dei yn it jier bleau de timpel de nacht oer iepen.

It Nachtmiel
239

It wie in âld gebrûk yn Israël, dat men nei it Foarmiel noch in skoft oan tafel bleau om meiïnoar to praten oer geastlike dingen; de greate bern stelden fragen en de heit biantwurde se en lei de Skriften út. Ek de Heare Jezus bleau nei it joun-miel yn 'e Peaske-seal; hy woe foar it lêst syn discipelen treaste en har klear meitsje op 'e dingen dy't komme moasten. Mar bihalve dat hja foar it lêst mei him prate soene, moasten se dizze joun, ynpleats fan it âlde Peaskemiel ek it hillich Nachtmiel brûke, in miel dat hja letter aloan wer hâlde soene as in oantinken oan syn lijen en stjerren. Hja soene nou de djippe bitsjutting fan dat Nachtmiel noch net bigripe kinne, mar letter, as hy net mear by har wie, soe it har ta treast wêze en har leauwe yn him bisterkje.

Net lang nei't Judas fuortgien wie, naem de Heare Jezus jitris it brea en de wyn en spriek de seine út. De discipelen wisten net hwat hja der oan hiene; it jounmiel wie dochs oer en men koe dochs sa mar net tsjin de âlde sede yngean en jitris ite en noch in tredde beker tafoegje oan 'e twa dy't foarskreaun wiene? Mar de Master steurde him net oan har forhearde eagen en sei: ‘Ik haw dizze kear in tige langst hawn om it jounmiel mei jim to iten, ear't ik lij; hwant ik siz jimme: Ik sil it net wer ite, oan't it folbrocht is yn Gods keninkryk en fan nou ôf oan sil ik net wer drinke fan 'e frucht fan 'e wynstok, oan't it keninkryk kommen is.’ En dêrmei naem er in brea en bigoun it to brekken en wylst er it elk fan harren oerjoech, spriek er: ‘Nim, yt, dat is myn lichem, dat foar jimme jown wurdt.’ De discipelen namen it oan en op it wurd fan Jezus ieten se it, mar hwat Jezus der mei bidoelde, dat bigriepen se net. Noait, yn al de ieuwen dat it feest fan Peaske fierd wie, hie immen yn Israël sokke wurden sprutsen; noait hie in heit it Peaske-brea omdield en der net sels fan mei-iten! En dan dat wurd: ‘dat is myn lichem’. Hoe koe dat brea syn hillich lichem bitsjutte? It wie in gelikenis, dat bigriepen se wol, hwant hy siet sels by har, mar hwat bitsjutte it dan? Mar ynpleats dat de Heare it útlei, naem er nou de wyn en joech it har en sei: ‘Drink dêr allegearre út; dizze drinkenstsjelk is it nije testamint yn myn bloed, dat foar jimme en foar mannichten forgetten wurdt, ta forjowing fan 'e sûnden; doch dat, sa faken as jim dy drinke sille, ta myn oantinken.’

En foaral dat lêste, dat hja dit brea ite en de wyn drinke moasten, dat taestte har yn it moed. As dizze wyn it teken wie fan syn bloed en dit brea it symboal fan syn

lichem, en hiel dit miel in oantinken oan him, dan wie it to bigripen dat er sels net iet en dronk, mar soe er dan dochs by har weinommen wurde? Kaem der in tiid, dat hja him net mear by har ha soene, dat hja syn wurden net mear hearre soene, dat hja dit wûnder nachtmiel ite soene, om him net to forjitten? Nei alles dat der bard wie de lêste dagen en nei dizze lêste dingen foaral, moasten se it hast wol leauwe.

* * *

It makke har tige drôf, dy alve discipelen, dy't him sa leaf hiene en him net misse koene. En wylst hja dêr sieten, forslein om 'e skieding dy't komme moast, tocht de Heare Jezus oan 'e hearlikheit, dy't nei syn stjerren folgje soe. Nou kloppe de forrieder miskien oan 'e doar fan 'e hegepreester, nou risten de soldaten har ré om him to fangen en to binen, nou wie it krús nei oan, mar hy seach dat allegearre foarby, sa wis wie er fan de gloarje, dy't der op folge. ‘Nou is de Minskesoan forhearlike’, spriek er, ‘en God is yn him forhearlike. Myn bern, noch mar in koarte tiid bin ik by jim en dêr't ik hinnegean kin jimme net

komme; mar ear't ik fuortgean jow ik jim in nij gebot: dat jimme inoarren leaf hawwe. Dêr sil men letter oan sjen, dat jim myn learlingen binne, as jimme leafde hawwe ûnder inoarren.'

Petrus frege: 'Heare, hwer geane jo dan hinne?' en Jezus antwurde: 'Dêr't ik nou hinnegean kinstû my net daliks folgje, mar letter sille jimme dêr ek komme en ite en drinke oan myn tafel en jimme sille sitte yn myn keninkryk en oardielje de tolve stammen fan Israël.' Mar noch koe Petrus it net oan Jezus oerjaen en, hast forwitend, sei er: 'Mar hwerom kin ik jo nou daliks net folgje? Sels al moast it gean troch de dea: ik bin ré myn libben foar jo yn so setten.'

En dêrmei seach de Heare him oan en spriek: 'Simon, Simon, de satan hat bigeard, dat er jimme silje soe as nôt, mar ik haw foar jimme bidden, dat jimme leauwe him net bijaen mei. En dû, Petrus, ek dû silst falle, mar letter, astû ta ynkear kommen bist, silstû de oaren sterkje.' De triennen sprongen Petrus yn 'e eagen. Hoe koe de Master sizze, dat hy falle soe yn 'e macht fan 'e Satan? Hie er Jezus dan net boppe alles leaf? 'Heare', sei er, 'wier, ik bin ré om mei jo to gean yn 'e finzenis en yn 'e dea.' Doe spriek de Heare: 'Ik siz dy Petrus, de hoanne sil fannacht net kraeije, earstû trijeris sein hast, datstû my net kenst.'

Simon Petrus bûgde de holle; hy koe net leauwe hwat Jezus sei, mar hy doarst der neat mear tsjin yn to lizzen. En de Heare spriek tsjin de oare discipelen: 'Mien net, dat allinne Petrus my forsaekje sil, mar jim sille allegearre lilk op my wurde om hwat ik fannacht dwaen sil. Mar nei-tiid sille jim ta ynkear komme en it lân troch gean en myn evangeelje forkundigje. Ien kear earder haw ik jim útstjûrd en doe haw ik sein: Nim gjin jildpong mei en gjin reissek en gjin nije sandalen, mar nou siz ik: Nim dat allegearre mei en as jim gjin swurd hawwe, forkeapje de mantel en keapje ynpleats in swurd.' Hwant der komme kweade dagen en oan my sil it Skriftwurd folbrocht wurde: 'En hy is mei de misdiedigers rekkene'....

De discipelen bigriepen ek dit wurd wer forkeard. Jezus hie it hawn oer de fordrukking, dy't hja yn letter tiden drage moasten, mar hja tochten, dat hja nou foar him stride moasten. En moedich rôpen se: 'Heare, wy hawwe al twa swurden!' Mar Jezus sei allinne mar: 'It is genôch! Stil mar!'

* * *

Noch letter dy nachts spriek er: 'Lit jimme hert net ûnrêstich wêze. Leau yn God, leau ek yn my. Yn mvn Heite hûs binne folle wenten en ik gean hinne om jimme dêr plak ré to meitsjen. En as ik dat dien haw, kom ik werom en ik sil jimme mei my nimme, dat ek jimme wêze meije, dêr't ik bin. Nou witte jimme dan hwêr't ik hinnegean en de wei witte jim.'

Thomas sei: 'Heare, wy witte noch net iens hwer't jo hinne geane, hoe soene wy dan de wei witte?' Ta antwurd joech de Heare Jezus dat hearlik wurd: 'Ik bin de wei en de wierheit en it libben; gjin-ien komt ta de Heit, as allinne troch my.'

Doe sei Filippus: 'Heare, lit ús de Heit sjen, en dan is it ús al genôch!' Mar Jezus antwurde drôvich: 'Mar dû hast de Heit al sjoen *yn* my. Salang bin ik al by jimme, Filippus en kenstû my nou noch net? Dy't my sjoen hat, hat ek de Heit sjoen; hoe kinstû dan sizze: Wiis my de Heit? Wiswier siz ik jimme: Dy't yn my leaut, de wurken, dy't ik doch, sil hy ek dwaen, hwant ik gean ta myn Heit en hwat jimme ek freegje meije yn myn namme, dat sil ik dwaen.

En ik sil de Heit freegje en Hy sil jimme in oare Treaster jaen, dat dy by jimme bliuwt yn ivichheit: de Geast fan 'e wierheit, dy't de wrâld net ûntfange kin, mar jimme kenne him en hy sil yn jimme wêze en hy sil jimme alles leare en jim yn it sin bringe alles dat ik jim sein haw. Ik gean by jimme wei en it makket jimme drôf, mar as jim

my leaf hiene, soene jim bliid wêze, dat ik ta myn Heit gean, hwant myn Heit is mear as ik. En dan: lit jimme hert net forfeard wêze om't ik jim forlitte moat, hwant frede lit ik jimme, myn frede jow ik jim. En nou is it de tiid, dat ik doch hwat de Heit my hjitten hat - gean oerein, lit ús hjir weigean.'

Op it Timpelplein
240

Ut 'e Peaske-seal wei rounen se stadich de strjitten troch, de kant út nei de Oliveberch en ek dizze kear gyngen se oer it timpelplein, dat de nacht foar Peaske altyd iepen bleau. It wie der lang sa drok net as troch-en-dei en de soldaten fan 'e timpelwacht rounen oan-ien-wei op en del, om ta to sjen dat der gjin forkeard folk binnenkaem; it wie al ris in kear bard, dat in mannich Samaritanen, krekt foar it feest, de

hillige timpel ûntwijd hiene mei minskebonken. Fansels makken se gjin biswier om Jezus mei syn learlingen troch to litten: dizze tolve mannen koenen se wol en hja hiene gjin opdracht om har oan to hâlden.

* * *

Wylst hja oer it timpelplein rounen, seagen de learlingen mei earbied op nei de machtige gevel fan it haedgebou, mei de greate gouden wynstok. De Master hie har in pear dagen fan to foaren noch sein, dat ien kear de hiele timpel ûndergean soe, mar nou wie er der noch yn al syn gloarje en lyk as altyd waerden se der stil fan. It wie in prachtich gesicht en it goud fan 'e wynstok gloeide yn it moanne-ljocht, symboal en teken fan it âlde folk fan Israël. De tolve ranken wiene de tolve stammen en de swiere trossen wiisden op fruchtberens en op Gods seine. Altyd as hja hjir lâns kamen tochten de discipelen der oan, dat hja ek by it âlde Godsfolk hearden, dat hja ek ynplante wiene yn 'e wynstok Israël.

De Heare Jezus murk wol, hwat der yn har omgyng, mar hy koe net bliid mear wêze, dizze nacht. It folk fan Israël soe him forwerpe en de gouden wynstok soe net lang mear pronkje oan 'e muorre fan 'e timpel. En earnstich spriek er: ‘Ik bin de echte wynstok en myn Heit is de hofker. Alle rank oan my, dy't gjin fruchten draegt, dy nimt Er wei, mar alle rank dy't fruchten draegt, dy sil Er reinigje, dat hja noch mear fruchten drage mei. Bliuw jimme yn my en ik yn jimme, hwant bûten my kinne jim neat dwaen. As immen yn my net bliuwt, dy wurdt útwurpen en hy sil fortoarje, mar as jimme yn my bliuwe, freegje dan hwat jimme wolle en it sil jim jown wurde.

Mar dit gebot jow ik jim, dat jim elkoar leaf hawwe! De wrâld hat jimme net leaf, dy hatet jim, lyk as hja my ek hatet en as ik net mear by jim bin, sille se jim út 'e synagogen werpe, ja, de ûre komt, dat hja jim deadzje sille en elk dy't jimme kweadocht, sil miene, dat er God dêr in deugd mei dwaen sil. En dochs moatte jim net drôvich wêze, dat ik fuortgean: wês leaver bliid, dat ik nei myn Heit gean, hwant dat is om jimme bêst. As ik net fuortgyng, soe de Treaster net ta jim komme, mar nou sil ik him stjûre en Hy sil jim alles leare, dat jim nou noch net bigripe kinne. De tiid is nou nei oan, dat jim my net mear sjen sille, mar ien kear sil ik wer by jim komme. Hâld dan moed as ik der net mear bin: yn 'e wrâld hawwe jim wol fordrukking to wachtsjen, mar ik haw de wrâld oerwoun....’

* * *

De discipelen hiene mei greate oandacht harke nei de wurden fan Jezus en op 'e nij waerd it har drôf to moede. Hja koene it har net yntinke, dat Jezus har forlitte soe, dat hja as wezen efterbliuwe soene yn in wrâld fol fijannen. Hoe moasten se oait de tiid trochkomme, dat hy net by har wêze soe, dat hja him net sjen en syn stim net hearre soene? In treaster soe er har stjûre, mar hwa koe har treaste oer sok in swier forlies? By hwa soene se him forjitte kinne, dy't har alles wie? En hoe koe er it dwaen, hoe koe er har efterlitte, as er dochs sa folle fan har hâldde, dat er har de fuotten wosk? Hja seagen nei him op, bang en forslein, mar ear't hja noch hwat freegje koene, seagen se dat er de hannen opheve nei de himel en bigoun to bidden. O, nou bea er de Heit dêrboppe foar har en op it úterste spanden se har yn, om alles goed to hearren.

‘....Net foar de wrâld bid ik Jo, mar foar dyjingen, dy't Jo my jown hawwe. Hillige Heit, biwarje har yn jins namme, dat hja ien binne, lyk as Jo en ik ek ien binne.... Doe't ik by har wie, biwarre ik har sels yn Jins namme en gjinien fan harren is forlern

gien, as allinne de forrieder, de soan-fan-it-fordjer, dêr't fan skreaun wie yn 'e Skriften. Mar as ik net mear by har bin, stean Jo dan noed fan har en biwarje har foar de Kweade.... En net foar dizze alve allinne bid ik, mar ek foar allegearre dy't troch har wurd yn my leauwe sille. Heit, ik wol, dat hwer't ik bin ek hja by my wêze sille, dy't Jo my jown hawwe, dat hja myn hearlikheit oanskôgje meije....'

* * *

Noch folle mear spriek de Heare dêr op it timpelplein en doe't er einlings syn gebet bisleat, stiene de alve stil om him hinne. Hja seine neat; it wie oft hja fielden, dat nei sok in gebet gjin fragen pasten. Nou twivelen se to-minsten net mear oan syn greate leafde, nou woene se alles oannimme dat er har oplein hie, nou koene se alles drage....

En dêrmei wonk er har en sei, dat hja him folgje moasten. Swijend gyngen se mei him, de stêd út en troch de Kidron-delling. Oan 'e oare kant, op 'e Oliveberch, lei it hôf dêr't hja de lêste nachten sliept hiene. Hoewol't it net fier fan Jeruzalem ôflei en ticht by it plak dêr't de Galiléers kampearden dy gjin plak krije koene yn 'e folle stêd, wie it der tige stil; al de kearen dat hja der nachts ta-hâlden hiene, hie nimmen har steurd. Der stiene gâns olivebeammen en yn it midden wie in soarte fan grot, dêr't de fruchten yn parse waerden en dêr't it hôf syn namme fan krige hie: Gethsémané.

De discipelen hiene net oars tocht as hja soene ek dizze nacht wer sliepe yn it hôf. It wie al lang oer tolven en moarn bigoun it greate feest en soe der fan sliepen de hiele nacht neat komme. Mar doe't hja

stadich de berch opgyngen en nei Jezus seagen, waerden se suver kjel. Hy roun net tusken har yn en praette net mei har, lyk as er oars faek die, mar hy gyng allinne foarop, de holle foardel en djip yn gedachten. It like hast, as wie it him forgetten, dat hja by him wiene! En wylst hja wurch en slûch efter him oanrounen, tochten se, dat it noch noait sa west hie as dizze nacht.

Gethsémané
241

It wie wier, hwat de alve discipelen tochten: dizze nacht yn Gethsémané soe oars wurde as alle oare nachten. De Heare Jezus wist, dat nou syn ûre kommen wie. De tiid wie foarby, dat er yn 'e timpel it folk fan Jeruzalem learde; der wie net ienris tiid mear om noch to praten mei syn learlingen. Der wiene noch genôch dingen dy't hja net bigriepen en hy hie har noch wol graech fierder únderrjochtsje wollen, mar dat wie foarby. Hy moast him nou rémeitsje op alles dat de fijannen him oandwaen soene en dêr koe er dochs net mei har oer prate. Hja koene it net bigripe en as se it al koene, dan wie it noch to swier om it to dragen. It wie better, dat hja it net yn it foar wisten....

Mar hysels wist it mar al to goed en nou't it sa nei oan wie, kaem it allegearre op him oan. Dit wie de lêste ûre, dat er frij wie: strak soe Judas komme en him forriede, hy soe boun wurde en foar it Sanhedrin stean, de lieders fan syn folk soene him foroardielje en him oerloverje oan de heidenen; dy soene him giselslaggen jaen en him spikerje oan it krús.... Hy seach it allegearre foar him en hy huvere. It wie sa swier to dragen en dan wie dit noch it slimste net. Moarn, as er hong oan it krús, soe Gods grime oer him komme en de Heit soe syn antlit foar him forbergje en Syn flok soe op him rêste. Alle sûnden, fan al syn bern, soe hy drage: de sûnden fan 'e earste minske, Adam, en ek fan de lêste dy't ien kear yn him leauwe soe; de sûnden fan syn mem Maria, fan syn eigen bruorren, fan 'e alve discipelen. It wie rjocht, dat God him gram wie, mar hoe moast er it oait drage?

Altyd, dizze swiere jierren dat er op 'e ierde west hie, hie er ien west mei de Heit, altyd hie er Syn wollen dien en as er bea, hie Er him altyd heard. Nou noch hoegde er mar ien kear to bidden: Heit, nim my op yn jins hearlikheit - en de ingelen soene komme en him nei de himel drage. Mar hy *soe* it net freegje, hy soe dwaen hwat er op him nommen hie, hoe swier it ek wêze mocht en hoe't syn hert ek langst hie om by God to wêzen. Allinne ien ding koe er noch dwaen, hjir yn dit stille hôf: hy soe bidde ta de Heit oft dy him krêft jaen woe om alles to folbringen....

Hja wiene nou flak by Gethsémané en Jezus bleau stean. Syn lûd trille, doe't er sei: ‘Ik gean it hôf yn to bidden; bliuw hjirre en wachtsje op my; allinne Petrus en Jakobus en Johannes geane fierder mei.’ Hja diene daliks hwat er har oplei; de acht discipelen gyngen sitten by de yngong fan it hôf en de trije oaren folgen de Master. Har herten sloegen. Hwat soe hjir barre, midden yn 'e nacht, yn dit donker hôf? Hwerom moasten se mei? Oars, as de Heare de nacht oer bleau yn gebet, woe er altyd allinne wêze. En hy like sa deadlik-bleek, sa stil en yn him sels keard, hiel oars as de lêste nachten. As der al hwat bysûnders barre soe - en hwerom soe er har oars meinommen ha? - dan koe it noait hwat goeds wêze!

En jitris bleau de Heare stean en sunich spriek er: ‘Myn siele is tige drôf en oan 'e dea ta binaud; bliuw jimme hjir en weitsje mei my.’ Hy bleau stil stean en seach har oan en de trije mannen wachten, dat er noch mear sizze soe, mar der kaem him gjin wurd oer de lippen. Noch noait hiene se him sa sjoen, sa forslein en forbjustere, net oars as koe er net by har weikomme, as doarst er net fierder, allinne

it donker yn. En doe ynienen kearde er him om en gyng noch djipper it hôf yn, suver as waerd er tsjin syn wil by har weidreaun.

Hy gyng net fier; op in plak dêr't it ljocht fan 'e moanne tusken de beammen troch foel, bûgde er him nei de groun en bigoun to bidden. Hja hearden syn lûd, mar de wurden koene se net forstean; it wie as kreunde der aloan in sike dy't syn pinen net drage kin. Lang sieten se dêr to harkjen en doarsten neat to sizzen. Noch gjin ûre lyn, doe stie er to bidden op it timpelplein, rjochtop ûnder de hege stjerreloft; nou krûpte er yn it stof en syn holle roerde de groun. O, en dit wie nou har Master, dit wie de Messias, dy't de blinen de eagen iepene en dy't Lazarus rôp út it grêf.... En doe hearden se him roppen: ‘Myn heit, as it mooglik is, lit dizze drinkenstsjelk my foarbygean. Mar net hwat ik wol, mar lyk as Jo wolle.’ En dêrnei waerd it stil, mar hja seagen, dat er noch altyd yn it gebet wie. ‘In drinkenstsjelk....’ Ek yn 'e

Peaske-seal hie er sprutsen fan in drinkenstsjelk. Tocht er nou, yn dizze bittere need, ek noch om har? Moasten se jitris meiinoar drinke, hy en hjasels, de tsjelk fan it lijen? Hwat wie it dochs, dat him sa deadlik bang makke? Hoe lang moast dit noch duorje? Soms bleau er in hiele nacht to bidden yn 'e bergen, mar dit koe dochs gjin ûren duorje? En it wie al sa let! Hwannear soe er har roppe, dat hja sliepe koene?

Lang-om-let, doe't hja him net mear hearre koene, bijoegen har de lea. Hja fochten tsjin de sliep, mar de iene nei de oare foelen har de eagen ticht. Jezus wie noch altyd oan it bidden, doe sliepten se yn it gêrs....

* * *

It wie hast in ûre letter, doe't er oerein riisde. Hy koe net mear, hy koe de stilte net langer drage, dy swiere, drukkende stilte. Hy soe nei syn trije discipelen ta, hy moast har sjen, har stimmen hearre. Miskien wiene se ek oan it bidden. Doe't er by har stie en hja har net forroerden, seach er dat hja sliepten. En hy hie har sa oplein, dat hja mei him weitsje moasten! Hoe faek hie er net foar har bidden yn 'e nacht, hoe faek hie er har net treaste en bimoedige? Dy nacht op 'e mar, doe't er roun oer it wetter.... Mar dit wie har noch to folle!

Hja waerden wekker en seagen bang nei him op. ‘Koene jim dan net ien ûre mei my weitsje?’ sei er drôvich. ‘It is nou gjin tiid ta sliepen; weitsje en bid, dat jimme net yn forsiking komme; de geast is wol feardich, Petrus, mar it flesk is swak!’

Petrus bûgde de holle. It wie rjocht dat de Master him oanspriek, hy hie it fortsjinne. Dy jouns noch hie er sein, dat er foar Jezus stjerre woe en nou wie er yn 'e sliep fallen! En de Heare wie sa deadlik-bleek en syn hier wie klam fan swit. O, tocht er, it is net dat ik him net leaf haw, mar ik bin sa wurch en de lea bifoelen my. As ik mar hwat dwaen koe, as ik mar helpe mocht, mar ik wit net hwat it is en hy seit it ús net. ‘Rabbi’, stammere er, ‘ik wol.... ik sil....’ Mar Jezus wie der al net mear; tusken de donkere beammen rissele syn mantel....

* * *

En wer lei er oer de groun en wer roun er de Heit oan yn it gebet. Moarn moast er hingje oan it krús, moarn soe God syn antlit foar him forbergje, moarn soe er gjin Heit mear yn 'e himel hawwe.... En syn alve discipelen.... Judas hie er al forlern, mar hoe soene de oaren it úthâlde, as hja him net mear hiene? Petrus, Johannes, al de oaren.... As hy dizze tsjelk al hast net drinke koe, hoe moast it dan mei har? Wer krûpte er oer de groun en wer bigoun er to bidden. It binaude swit briek him út; al syn siel en sinnen wiene op it úterst spand. ‘Myn heit, alle dingen binne Jo mooglik, nim dizze drinkenstsjelk by my wei.’ Mar tagelyk wist er, dat it net koe, dat God him hâlde soe by syn wurd. ‘....Mar net hwat ik wol, mar hwat Jo wolle moat barre.’

'....de iene nei de oare foelen har de eagen ticht.'

Foar de twadde kear gyng er oerein; mei wiffe stappen gyng er nei it plak dêr't de discipelen wiene. Hja sliepten wer, mar hja waerden wekker fan syn stappen. Hy sei neat en forwiet har net. Hja mochten sliepe, syn trije freonen. It wie neffens de Skriften: hy moast de parse allinne traepje. Moarn soe er ek allinne wêze.... Moarn.... Wankeljend gyng er werom.

* * *

Foar de tredde kear lei er yn it stof, foar de tredde kear kaem alles op him oan: alle hún en smaed fan minsken, de giselslaggen, it krús. Hy koe it net drage, de pine net, de iensumens, de flok fan God. As er nou it hôf útgyng nei it timpelplein, soene se him net fange doare. It wie sa maklik.... Mar it mocht net, hy hie it op him nommen, dy nachts op 'e berch. Hy

woe it ek net, hy soe syn paed oan 'e ein ta gean. Dit wie syn ûre en hy soe dwaen hwat de Heit him oplein hie. Hy woe it lijen net ûntrinne, moarn net en nou ek net: hy woe it net fan him ôfsette en jitris liet er alles op him oankomme. Yn gedachten stie er al foar syn rjochters.... hy fielde de skerpe giselslaggen, hy hearde de spot fan 'e soldaten, it wie as hong er oan it hout. En tagelyk bigoun er wer to bidden, út alle macht en mei hiel syn hert. Foar him dripte it swit op 'e groun, swiere, stadige drippen. Hy seach der nei. It wie gjin swit mear, it wiene drippen bloed. ‘Myn heit, as dizze drinkenstsjelk my net foarbygean kin of ik moat him drinke, Jins wollen mei barre....’

En doe wist er, dat him neat bisparre wurde soe en dat er alles drage koe oan it lêste ta. God soe him forlitte, al Syn baren soene oer him hinne gean, mar hy soe alles folbringe. En de ein wie hearlikheit. Noch ien dei, mar de oerwinning wie wis. En de alve learlingen soene wol mei him de lijenstsjelk drinke, mar God soe har biwarje yn alle oanstriid en gefaer. En nou wie it de tiid. Judas, de forrieder, wie op kommende wei en hy woe by syn discipelen wêze as hja kamen. Hy riisde oerein en fage it bloed fan syn foarholle. En dêrmei seach er in ljochtglâns ûnder de beammen; tusken de donkere stammen stie in ingel. Dus de Heit hie syn bidden heard; God yn 'e himel wie him net forgetten en stjûrde syn ingel om him to sterkjen. Nou doarst er alles oan, ek it swierste, it krús en de grime fan God....

* * *

Ek de tredde kear foun er de trije discipelen sliepende; ek dizze kear skrillen se wekker fan syn stap. ‘Sliepe jim nou noch altyd?’ sei er. ‘Is dit in tiid om to rêsten? Sjoch, de ûre is nou nei oan, dat de Minskesoan oerlevere wurdt yn 'e hannen fan 'e sûnders. Kom oerein, sjoch, dy't my forriedt is deunby.’

Hja kamen biskamme oerein en folgen him, it hôf troch. Hwat bidoelde er dochs? Soene de fijannen nou to-nacht op him oanfalle? Bigoun nou aenstouns de greate striid? Mar dan moesten se mei him stean en him helpe en as hy har foargyng, dan wie de oerwinning wis! En wylst hja ticht om him hinne krongen, seagen se nei him. Hy wie noch like bleek as niist, mar nou wie er net binaud mear en hy roun rjochtop, as immen dy't in doel hat en wit hwat er wol.

By de yngong fan it hôf founen se de oare acht discipelen. Jezus rôp har en hja kamen bliid op him ta. Doe't hja alle alve by him stiene, seagen se in ôfdieling soldaten kommen. Har earste gedachte wie om werom, it hôf yn, dêr't nimmen har fine koe. Mar Jezus spriek rêstich: ‘Kom, lit ús har yn 'e mjitte gean!’

En mei in swier hert folgen se him....

‘Ik bin it...’
242

Doe't Judas Iskarioth dy nachts de Peaske-seal útstjûrd wie, gyng er fuortdaliks nei de timpel. Hy fielde gjin birou en roun mei greate stappen: nou soe er him dan einlings wreke op dy rabbi, dy't de Messiaskening fan 'e Joaden wêze woe en dy't de striid tsjin de heidenen net oandoarst. Yn ien fan 'e bygebouwen wiene de oerpreesters en de offisieren gear en hy waerd daliks by har talitten. Hastich sei er syn boadskip: it wie nou de tiid om Jezus finzen to nimmen; de rabbi wist al, dat hy him oerleverje woe en as de oaren dat ek to witten kamen, dan wie it him ûnmooglik om alles yn stilte to dwaen. Der soe net gau wer sa'n kâns komme, as dizze nacht yn it hôf fan Gethsémané.

De hege hearen waerden suver kjel, doe't hja it hearden. It soe wol in moai ding wêze, as dy forlieder noch foar it feest foar it Sanhedrin komme koe, mar dit wie wol tige ûnforwacht en tige let yn 'e joun! It soe kinne dat de sawntich leden fan it gerjochtshôf noch yn 'e nacht ophelle waerden, mar it wie de fraech oft der op sok in hege feestdei in fonnis útsprutsen wurde koe: yn elk gefal wie it tsjin de gewoane regel. En wie it wol sa maklik as Judas it foarkomme liet? Gethsémané mocht dan in gaedlik plak wêze, stil en donker, mar tichteby wie it kamp fan 'e Galiléers en as dy yn opstân kamen, dan koe alles noch mis gean. Dêr kaem noch by, dat der krekt dizze nacht net folle fan 'e timpelwacht mist wurde koene.

Oan 'e oare kant koe men dochs sa'n kâns ek net bêst foarby gean litte. Dy forrieder wie hjir nou en hy wie der nou klear foar: hwa wist soe er him noch net wer biriede as it nou wer útsteld wurde moast. En as it om sokke greate dingen gyng, wie it dan net better en wyk foar ien kear fan 'e strange regel ôf? Sa krekt naem dy Nazarener it ek al net mei de wet en de foarskriften! Dy Galiléers dêr op 'e berch, dat

wie minder, mar ek dêr wie wol hwat op to finen: hja koene Pilatus freegje om in ôfdieling soldaten mei in offisier; hy soe it har fêst net wegerje, as hja seine dat dy Jezus in rebel wie en dat er yn forbining stie mei de Seloten. It koe yn elk gefal bisocht wurde. Fansels naem ien en oar noch gâns tiid, mar dêr wie it net iens minder om: it soe wis noch ûren duorje, ear't alle leden fan it Sanhedrin der wêze koene. En doe't alles goed trochpraet wie, gyng der in députaesje nei de Antonia-stins en frege bilet by de procurator.

Pilatus wie daliks ré om de mannen to wurd to stean; it wie wol in nuvere tiid, mar mei dat Joade-folk en yn 'e nacht fan Peaske, wie alles mooglik. Doe't er hearde hwer't it om gyng, stie er daliks har forsyk ta. Net, dat er werklik oan in oproer leaude; nei hwat hy fan dy wûndere rabbi heard hie, wie it alhiel gjin man om in troep Seloten oan to fieren; dy oerpreesters soene wol wer tige oerdriuwe. Mar dat naem net wei, dat dy yntocht fan 'e Sneins en dat tumult op it timpelplein net goed to praten wiene; hy soe net graech wolle, dat der de oare deis, by de krusiging fan Bar-Abbas en syn maten, wer soks foarfoel. It koe gjin kwea dat dy Jezus finzen nommen waerd en dat er it feest oer achter slot bleau.... Dat it Sanhedrin koe gerêst wêze: hja soene har ôfdieling soldaten hawwe en net iens sa'n lytsen-ien. As hja dan mar soargen, dat der ek hwat mannen fan 'e timpelwacht meigyngen: hy, de procurator, krige dochs al oeral de skuld fan!

* * *

En sa gyng, in ûre letter, de troep op mars nei Gethsémané. Foarop rounen de mannen fan 'e timpelwacht: in mannich jonge preesters en Leviten, mei noch in keppel slaven fan 'e hegepreester en ticht achter har marsjearde de Romeinske kohorte, ûnder bifel fan in ‘chiliarch’, in haedman-oer-tûzen. De soldaten wiene wapene mei stokken en swurden, mar as it heal koe, soene se gjin wapens brûke. Allinne as de learlingen fan dy rabbi yn it forset gyngen, mochten se der mei de kneppels op ynslaen en yn it uterste gefal soene se it swurd brûke. Mar dat mocht allinne as de kommandant it signael joech en dêrom wiene der ek trompetters mei en in pear sein-lantearnen. Fansels hiene de soldaten elk in fakkel: it wie nacht en ûnder de beammen soe it wol tsjuster wêze, mar hja soene net ljocht meitsje ear't hja flak by it hôf wiene.

De soldaten wiene neat net wiis mei dizze ûnforwachte mars yn 'e nacht en ek de mannen fan 'e timpelwacht hiene net rjocht har moed. It wie net de earste kear dat hja der op út gyngen om Jezus to binen, mar doe wie it by dei en op it timpelplein en doe hiene se net sa'n troep soldaten mei om har to helpen. En doe wie Judas der fansels net by. It wie mar goed, dat dy har de rabbi oanwize soe: hoe maklik koene se oars by donker in forkearden-ien gripe en dan soe de rabbi sels har ûntkomme kinne....

Hja wiene nou flak by it hôf en wachten op 'e soldaten, dy't de fakkels oanstieken. De fjûrdrager gyng mei syn izeren pôt by de rigen lâns en heech oan 'e stokken swaeiden de sein-lampen. De fakkels knetteren en sûzen. It joech dochs wol in feilich gefoel, sa'n troep soldaten flak by. As dy nou aenstouns mar foar gyngen; mar dat soe wol net.

En dêrmei seagen se in mannich mânlju kommen it hôf út wei, rjocht op har ta. It koe dochs net.... Ja, dat moast de rabbi wêze, dy't foarop roun. Mar seach er dan net dat hja wapens hiene en wist er dan net hwat al dy fakkels bitsjutten en dy lampen? Hwerom flechte er net? Bigriep er nou noch net, dat it om syn libben gyng? En sa rêstich kaem er op har ta, sa kalm, as telde er gjin gefaer. Hja taestten nei it swurd, mar de hannen trillen har. Hwat woe er mei har, dy wûndere rabbi? Hy wie

sa machtich, hy koe alles.... As er nou ris fjûr fan 'e himel falle liet, lyk as fan âlds Elia dien hie? ‘As ik dan in Godsman bin....’ O, mar hy *wie* in Godsman! Mei greate, bange eagen seagen se him kommen.

* * *

En doe ynienen kaem Judas der oan en roun op him ta. Hy die krekt as wie er tafallich tagelyk mei de kohorte kommen, en as wie er bang fan al dat soldate-folk. ‘Rabbi!’ sei er en sloech de hannen om Jezus hinne en patte him.

Djip fielde de Heare de hún fan dat freonlik wurd, fan dy pea, dy't gloeide op syn wang, mar hy waerd net lilk en foel net hurd tsjin Judas út. Ek dit hearde by it lijen, dat er op him nommen hie en dat er oan 'e ein ta drage moast. Hy sei allinne mar: ‘Freon, bistû dêrom hjir kommen? Forriedstû de Minskesoan mei in pea?’

Doe kearde er him nei de mannen fan 'e timpelwacht en frege: ‘Hwa sykje jimme?’ Hja seine: ‘Wy sykje Jezus, de rabbi fan Nazareth.’ Hy seach har oan, strang en fol majesteit en lûd spriek er: ‘Ik bin it.’ Oars sei er net as dy simpele wurden, mar ynienen sloech har de skrik om it hert en allegearre sloegen se tsjin 'e groun. En wylst hja dêr leine en flokten en oereinkamen, stie Jezus dêr en wachte. As er wollen hie, hie er nou flechtsje kinnen, de berch oer, mar hy forroerde him net. Hja koene nou witte, dy timpelwachters en al dy soldaten, dat er him frijwillich oerjoech en dat er sterker wie as hja. Dit wie *har* ûre, mar allinne omdat it ek *syn* ûre wie!

Doe't de mannen wer stiene, biskamme en forbjustere, frege er jitris: ‘Hwa sykje jimme?’ En wer seine se: ‘Wy sykje Jezus fan Nazareth.’ Hy antwurde: ‘Ik haw jim al sein, dat ik it bin; as jim dan

allinne om my kommen binne, lit dan dizze alve mannen gean.' Hy sei it op in toan as fan immen dy't in bifel jowt; hy wie gjin finzene dy't frege om in gunst, mar de hoeder dy't syn libben jowt foar syn skiep. De offisier fan 'e timpelwacht knikte. Hy hie gjin opdracht om ek de discipelen to binen en al hie it sa west, dan noch hie er net wegerje doarst.

Mar de alve learlingen gyngen net fuort. Nou earst bigriepen se hwat der barre soe en hwat al dy wapene mannen woene: it gyng om har Master, dy't hja sa leaf hiene en dêr't hja alles foar oer hiene. Hy woe himsels oerjaen yn 'e dea om har to rêdden. Mar dat mocht net, dat soe net! Hja hiene faek moedeleas west en twivelriedich, mar nou wiene se ré om foar him to stjerren. 'Heare', seine se, 'sille wy it swurd lûke en der op yn slaen?'

Ear't de Heare Jezus hwat sizze koe swaeide Petrus syn wapen al en sprong op 'e slaef ta, dy't de hannen nei Jezus útstiek. De man - Malchus wie syn namme - koe noch krekt fan siden springe, mar it swurd, dat ôfskampte op syn helm, rekke him noch krekt en snijde in stik fan syn ear ôf. Hy smiet syn wapen fuort en drukte syn hân tsjin de holle; oer syn brune fingers streamde it reade bloed. En wer ûnderhelle Petrus it skerpe swurd. Dizze kear soe it him net wer misse....

Foar't er taslaen koe, sei Jezus strang: 'Bergje dat swurd op, Petrus! De drinkenstsjelk dy't de Heit my jown hat, soe ik dy net drinke? Ik siz dy: slach net mei it swurd, hwant dy't it swurd brûkt sil troch it swurd forgean. Mienstû nou wier, datstû foar my stride moatst? Of tochtstû dat ik myn Heit net bidde koe en Hy sil my mear as tolve legioenen ingelen jaen?' En dêrmei roun er op Malchus ta en stiek de hân nei him út; noch mar krekt hie er syn holle oanroerd of de woune wie genêzen en blette net mear. De wachters en de soldaten seagen der nei en stiene forslein. Niist wie it gesicht fan 'e slaef forlutsen fan pine en nou glimke er. It wie in wûnder. Mar hwat bisielde dy rabbi, dat er sa syn fijannen holp? Dy't sokke dingen dwaen koe, joech dy him frijwillich oer? Mar dan wie dit ek gjin rebel en hja skammen har, dat hja him bine moasten.

* * *

En tichte by Jezus stiene de alve discipelen en seagen him forwitend oan. Wie dit nou de tank, dat Petrus syn libben foar him weage hie? Hoefaek hie de Master har net forwiten, dat har leauwe net sterkernôch wie en dat hja alles koene as hja mar fêst op him bitrouden? En nou, de earste kear dat hja it mei him weagen en der har frijdom, miskien har libben by opsetten, bistrafte er har. 'Dy't mei it swurd slagge, sille troch it swurd forgean'.... Mar koe hy, dy't in legioen démonen útwurp it dan net winne fan in inkeld kohorte? As er dan wierliken de Messias wie, hwer wie dan syn macht? Mar it wie wer lyk as altyd: hy kòe wol, mar hy wòe net! Doe't de Seloten him kening meitsje woene, doe woe er ek al net en mei de yntocht yn Jeruzalem en de suvering fan 'e timpel, wie it ek op neat útroun. Petrus houde der op yn en ynpleats dat er him tankber wie en him holp, makke er dy preesterslaef wer better! Hie it noch sin, dat hja him folgen en har libben weagen? Petrus leaude fan net! Hwat de oaren dwaen woene, moasten hja witte, mar hy bigoun net wer! Forgrime smiet er it swurd der hinne en roun fuort, de berch del. Hja rôpen him net werom en ek Jezus hie neat mear to sizzen. Fansels net.... Doe flechten ek de tsien oaren en lieten Jezus allinne mei de soldaten.

Hja bounen him en namen him tusken har yn foar de mars nei de timpel. De soldaten fan 'e kohorte seagen him nei. Foar dy bleke rabbi, dy't de wounen fan syn fijannen genies, wiene se dus úttein mei swurden en stokken. As dat in rebel wie, dan wisten hja it net mear! Mar fan dy Joaden krige men dochs noait hichte!

Doe't Jezus seach hoe great de troep soldaten wie en hoe swier biwapene, sei er: ‘As wie ik in oproerling, sa komme jimme op my ta mei swurden en stokken, mar al dy dagen dat ik siet to learen yn 'e timpel, hawwe jimme my net grepen. Jim wisten wol, dat ik gjin rebel bin, mar lykwols nimme jim my finzen. Mar dit is jimme ûre en al dy dingen moasten barre, dat de Skrift folbrocht wurde soe, dy't fan my sprutsen hat.’ Doe gyng er mei har, yn 'e boeijen en lykwols fol majesteit.

* * *

Yn 'e stêd Jeruzalem wiene de strjitten útstoarn, de nacht foar it feest. De minsken sliepten en wisten net hwat dêr bûten barde. Moarn soene se wekker wurde, bliid dat it de dei fan it feest wie en yn 'e middei soene se nei de timpel gean om it peaske-laem to slachtsjen. Dat nou, yn 'e stille nacht, de preesters en Leviten fan 'e timpelwacht Gods Peaske-Laem nei de timpel brochten, dat wisten se net....

Hja kamen sa goed as nimmen tsjin op har nachtlike reis; allinne út in great hûs yn 'e stêd kaem hastich in jongeman en roun mei har op. Hy hie kunde oan Jezus en leaude yn him en hy woe witte, hwat hja mei de rabbi diene. Mar al gau fornamen de soldaten him en in pear rounen út 'e rige en pakten him beet. Hy liet daliks syn boppekleed los en dûkte har ûnder de hannen troch; doe't er lang al de hoeke om wie, murken se dat it in lekken wie, dat er yn 'e haest omslein hie. Hja laken en lieten him rinne.

Op it timpelplein hâldde de troep stil; de kohorte

koe ynrukke en de timpelwacht brocht Jezus fierder nei it paleis fan 'e hegepreester. De chiliarch seach har nei en gappe. Dy Joaden, dêr krige men noait hichte fan! Mar dat dizze man in rebel wie, dat makken se him net wys! Syn learlingen woene foar him fjochtsje en hy forbea it har en genies de woune fan Malchus. Unbigryplik!

Doe sette er de stap nei de kaserne; hy moast noch in rapport skriuwe foar Pilatus en dan wie hy ek frij....

Foar Annas
243

Doe't de mannen fan 'e timpelwacht by it hûs fan Kajafas kamen, wie it Sanhedrin noch lang net foltallich; it foel net ta om midden yn 'e nacht al de sawntich rjochters op to heljen, om noch mar to swijen fan tsjûgen, dêr't hja op oan koene en dy't yn alle haest noch socht wurde moasten. En sûnder tsjûgen koe it net: dizze nachtlike sitting wie dochs al tsjin de wet en men mocht net oannimme, dat dy forlieder syn skuld bikenne soe, mar hja moasten mei biwizen komme kinne by Pilatus; dy koene se ûnmooglik passearje, nou't er har holpen hie om Jezus to fangen.

Mar al koe de offisjele rjochtssitting dan noch net bigjinne, dêrom hoegde der gjin tiid forlern to gean. Kajafas koe noch net komme, mar syn skoanheit, Annas, hie ek hegepreester west en der wie neat op tsjin, dat dy in earste forhoar ôfnaem. Hy hie ûnderfining genôch op it stik fan rjochtsaken en as hy al fêst in pear punten fan biskuldiging opstelde, dan sparre dat strak wer tiid út. En hy wie ommers dochs by de hân: hy wenne mei Kajafas ûnder ien dak en allinne in binneplein wie tusken syn keamers en dy fan 'e hegepreester.

It wie fan âlds in fêste regel, dat de hegepreester oan syn dea ta yn it amt bleau, mar sûnt de Romeinen yn Israël de skepter swaeiden, wie ek dat foroare: hja setten wit-hoe-faek in hegepreester ôf en bineamden dan in nijen ien, mar by it folk hâldde ek de âlde hegepreester syn titel. Hwa't ien kear yn it hillich amt stien hie, bleau yn eare en foaral Annas, dy't it haed wie fan in famylje fan hegepreesters, - forskate fan syn soannen hiene nei him it amt hawn! - stie heech yn oansjen, net allinne by it folk, mar ek by de leden fan 'e Rie. It wie dan ek net allinne om tiid to winnen, mar ek mei om 'e âldman to earjen, dat hja Jezus earst by Annas brochten.

* * *

De âlde Annas fielde him tige, doê't de Heare Jezus dêr foar him stie. Hy hate him foaral net minder as de oare Riedsleden en hy seach út 'e hichte del op dy rabbi út Galiléa. Dat er dizze dei noch bilibje mocht! Hwat hie er him lilk makke, dy Sneins doe't Jezus de timpel suvere hie en de Moandeis, doe't er op it timpelplein de Farizeën en de Sadduceën ta swijen brocht! En nou stie er hjir, yn syn hûs, de boeijen om, bleek en yn 'e ein en hy, Annas, siet op 'e rjochterstoel. Der wie fansels yn it minst gjin kâns op dat er ûntkomme koe: de timpelwachters stiene by him mei de wapens yn 'e fûst en de swiere doarren wiene ticht, mar dêrom liet er syn bannen net losmeitsje. It koe gjin kwea, dat er de boeijen omhâldde; it waerd tiid, dat er wist hwa't de macht hie! En dat der nou noch altyd minsken wiene, dy't yn dizze Nazarener de Messiaskening seagen! It wie al goed, dat it nou dien wie mei syn macht.

En wylst er heech en strak nei Jezus seach, bigoun er to freegjen, koarte, skerpe fragen, op hope dat de rabbi him sels forprate soe. Al gau, doe't it him net slagge om Jezus yn syn eigen wurden to fangen, bigoun er oer syn plannen om nei de macht to gripen en hy frege nei de discipelen, oft dy der fan wisten en oft dy it mei

him iens wiene. Hwat hiene se bipraet meiïnoar, de dagen dat er net yn 'e timpel wie, en de nachten yn Gethsémané? It wie it bêste, dat er it earlik sei en dat er neat forswijde: sok ding kaem dochs altyd út! By need koene se ek dy learlingen noch finzen nimme en dêr krigen se it fêst wol út! Hwat hie er har allegearre foarpraet, dy discipelen, hwat hie er har biloofd om har to winnen foar syn plannen? ‘Siz it my en hâld neat binefter.’ Syn donkere eagen twongen.

De Heare Jezus antwurde: ‘Ik haw frijút sprutsen foar alle wrâld yn 'e synagoge en yn 'e timpel, dêr't elkenien my hearre koe en ik haw neat yn it forburgen sein.’ En wylst er him nei de mannen fan 'e timpelwacht kearde, sei er: ‘Hwerom freegje jo my, as jo dochs net leauwe hwat ik siz? Dizze mannen witte, hwat ik sein haw: ûnderfreegje har oer myn lear.’

Ien fan 'e timpelwachters stie flak by Jezus en hy

waerd wyt fan lilkens. Hwat die dy Nazarener har der yn to biheljen? Wie it noch net moaijernôch, dat er har dêr yn it hôf tsjin 'e groun wurpen hie, foar it each fan dy greatske chiliarch en syn kohorte? En nou stie er hjir, de earmen boun en noch die er in steil wurd tsjin syn rjochter! En dêrmei rôlle er de fûst op en út alle macht sloech er Jezus yn it gesicht. ‘Man’, rôp er, ‘antwurdestû sa Gods hegepreester?’

It wie in fûle, pynlike slach, mar djipper noch as de pine fielde Jezus de skande dy't him oandien waerd. Hjir stie hy, de Soan fan God, en dizze feint fan 'e hegepreester sloech him yn it antlit! Hy seach nei Annas, mar ek dy sei neat: dy foun it wol goed dat Jezus op it slimst fornedere waerd.

Doe kearde de Heare him nei de tsjinner dy't him slein hie en sei: ‘As ik doe yn 'e timpel forkeard sprutsen haw, tsjûgje dan tsjin my, en as ik goed sprutsen haw, hwerom slachstû my dan?’ De man swei forheard by dit skerpe antwurd en hy doarst neat mear to sizzen. En ek Annas wist net mear hwat er noch freegje soe. It wie dúdlik dat Jezus neat sizze woe oer syn plannen en it hie gjin sin en fergje him noch langer. Strak foar it Sanhedrin soene se de wierheit wol gewaer wurde: der wie in lange rige tsjûgen oproppen en as dy kamen mei biwiis, dan soe er syn skuld bikenne moatte! Faeks wie it better, dat er him nou daliks mar fuortbringe liet; de tiid gyng syn gong en de measte Riedslju soene der nou wol wêze.

Hy riisde oerein en joech de tsjinners bifel om de finzene fuort to bringen, it binneplein oer nei it hûs fan Kajafas.

Foar Kajafas
244

Yn 'e wide boppeseal fan it hegepreesterlik paleis wie nou alles ré foar de sitting fan it Sanhedrin. Wol wiene alle leden noch lang net opkommen, mar hja koene nou net langer wachtsje; it wie nammers ek net slim dat der noch rjochters misten: it fonnis koe dochs net earder útsprutsen wurde as yn in twadde sitting, ier yn 'e moarn.

* * *

It waerd stil doe't de mannen fan 'e timpelwacht Jezus binnenbrochten en al dy donkere, driigjende eagen seagen nei him. Hy wie nou net mear boun, lyk as niist foar Annas, mar it wie him oan to sjen, dat er hiel hwat trochmakke hie, dizze nacht. Mar net ien fan al dy fromme rjochters hie meilijen mei him; hja wiene fiersten to bliid, dat hja him nou yn 'e macht hiene en dat er mei gauwens stjerre soe. Hwant dat er der net mei in lichte straf ôfkomme soe, dat stie yn it foar al fêst. Hy woe syn skuld net bikenne, hiene se heard fan Annas; it soe him hjir net helpe: de hegepreester Jozef wist wol rie mei sokken; hy hie net om 'e nocht de bynamme Kajafas, dat is ‘Stien’: hy *wie* in hurd en ûnforsetlik man en sokke tiden mijde er neat.

En dêrmei bigoun it forhoar; koart en skerp stelde de hegepreester syn fragen en Jezus antwurde rêstich en dúdlik. Hy wist wol, dat dizze rjochters him haten en dat hja him ta elke priis foroardielje soene, mar dochs woe er har antwurdzje op har fragen. It Sanhedrin wie neffens de wet it heechste rjochtskolleezje fan Israël en as Israëlyt moast ek hy har hearrich wêze.

Kajafas stelde net folle fragen: hy hie dochs gjin hope, dat er Jezus fange koe yn syn eigen wurden. Dat wie op it timpelplein al fakernôch bisocht en nea wie it har slagge. Der wie mar ien wei op om dizze forlieder ta de dea-straf to foroardieljen: de tsjûgen moasten syn skuld biwiizgje, sa dúdlik, dat it fonnis folgje koe. Der wiene yn elk gefal genôch, mar it wie de fraech noch oft it hwat helpe soe. Der hie gjin tiid

west om earst mei har to praten en har op to lizzen, hwat hja sizze moasten. Mar it koe bisocht wurde....

* * *

De tsjûgen kamen ien foar ien yn 'e seal en allinne as twa fan harren itselde seine en mei krekt deselde wurden, hie har tsjûgenis krêft fan biwiis. Dat de hege hearen harken skerp nei alles dat der sein waerd, mar it die al gau bliken, dat hja sa net fierder kamen. Hwant wol diene se allegearre tige har bêst en brochten se fan alles tsjin Jezus yn, mar der wiene gjin twa dy't itselde seine. En hwat joech it, dat hja de rabbi fan Nazareth haten en dat hja al har bêst diene om by de rjochters yn 'e gunst to kommen, as har forklearringen tsjinstridich wiene?

En hwerom sei de rabbi der neat tsjin? Hy hearde dochs fêst wol, hwat hja fan him seine? Hoe koe er der sa rêstich by stean, as er wist dat it om syn libben gyng? It wie ûnearbiedich, sok dwaen, en Kajafas

moast iderkear wer forskikke op syn stoel, om net aloan yn dy forwitende, twingende eagen to sjen....

Noch twa tsjûgen wiene der nou en de hegepreester joech de moed op, dat it noch hwat wurde soe. Ek dizze twa soene wol wer oandragen komme mei dingen fan neat: in skerpe gelikenis, in forwyt tsjin 'e Farizeën, in wûnder op 'e sabbat, slimmernôch allegearre, mar net hwat dêr't de dea-straf foar stie! Mar doe't de earste fan 'e twa foar him stie en syn biskuldiging ynbrocht, ljochten Kajafas' eagen op. Wie dit dan in tsjûge dy't bigriep hwer't it om gyng? Hy bûgde oer de tafel en harke skerp; der ûntkaem him gjin inkeld wurd. ‘Ik haw dizze rabbi sizzen heard: Ik sil dizze timpel, dy't mei hannen makke is, ôfbrekke en binnen trije dagen sil ik in oaren-ien, net mei hannen makke, opbouwe. Dat it is dúdlik, tinkt my, dat dizze man in “lestes”, in rebel, is en dat er in oanslach op 'e timpel yn it sin hie!’

De hegepreester frege: ‘Is it wier, dat er soks sein hat, en mei dyselde wurden?’ De tsjûge antwurde: ‘Ik haw it mei myn eigen earen heard, in pear dagen lyn en myn maet, dy't bûten de seal wachtet, wie der ek by: Jo kinne it him neifreegje.’

Kajafas wonk en de tsjinner brocht hastich de tsjûge de seal út. Dit wie mear as er hope hie. Nou koe it dochs noch goedkomme! It waerd ek tiid; hja hiene al lang genôch nei al dy forhalen harke.

Dêr wie de lêste! It hert sloech him suver, mar syn lûd wie koel en heech, doe't er sei: ‘Jo wiene der by, doe't dizze man hjir tsjin Gods hillige timpel spriek?’ De tsjûge bûgde djip en lûd en dúdlik sei er: ‘Ik haw heard, dat dizze finzene sei: Ik kin dizze timpel ôfbrekke en him yn trije dagen wer opbouwe. Nou is it klear, dat gjin minske yn sa'n koarte tiid sok in gebou oprjochtsje kin; dat ik hâld it der foar, dat er ûnmooglike dingen biloofd hat, om it folk ta oproer oan to setten, en dat er dus in “planos”, in folksforlieder, is.’

Kajafas heve wanhopich de hannen omheech. Nou hiene se it beide oer itselde foarfal en beide fordraeiden se de wurden, dy't de Nazarener sein hie en noch wie it net gelyk. Hwerom hie er ek net wizer west en fan to foaren mei har praet? Dat hie men nou fan sok folk, dat de wet net wist! ‘Man’, foel er út, ‘bitink jo goed! Hat er it net oars sein?’ De tsjûge bûgde noch djipper; doe sei er koppich: ‘Hwat ik sein haw, dêr stean ik foar; myn eigen earen hawwe it heard.’

Kajafas trille fan lilkens. ‘Bring him der út!’ rôp er. En doe, wylst hja de tsjûge de doar útbrochten, kearde er him nei Jezus. It wie de skuld fan dy rabbi! As dy tsjin dy tsjûgen bigoun wie, hiene se faeks noch byelkoar kommen! En bitter sei er: ‘Antwurdzje jo nou noch net? Hawwe jo net heard, hwat hja tsjin jo ynbrocht hawwe?’

De Heare Jezus seach him oan, mar hy sei gjin wurd. Elke kear as Kajafas him as rjochter in fraech steld hie, hie er him antwurde, mar op dizze falske biskuldigingen koe er net yngean. En al dy rjochters, ek de hegepreester, wisten dat hja syn wurden fordraeiden. Allinne troch dit djippe swijen koe er har fiele litte, hoe djip er sok dwaen forachte.

En wer ferge Kajafas him op in antwurd en wer die Jezus gjin mûle iepen. De hegepreester forbiet syn grime. Hwat koe er nou noch dwaen? Hwat koe er nou noch freegje? Hwant prate soe er, dy forlieder! Tsjin dy tsjûgen woe er neat sizze, mar yn it bigjin hie er *syn* fragen dochs wol biantwurde. As er mar ien antwurd krige....

* * *

En doe riisde er oerein en roun om 'e tafel hinne op Jezus ta. Yn 'e swiere stilte hearde men it lûd fan syn stappen, it risseljen fan syn mantel. De rjochters hâldden

de siken yn en hiene gjin each fan him ôf. Dit wie Jozef Kajafas op syn bêst! Dit waerd it hichtepunt fan dizze frjemde, nachtlike sitting.

Nou stie er flak foar Jezus. Yn syn eagen fûnkele de gleone haet, mar syn hân stiek er plechtich omheech, as woe er God yn 'e himel oanroppe as tsjûge by dizze lêste, ûterste fraech. En lûd, in swiere klam op elk fan syn wurden, spriek er: ‘Ik biswar jo by de libbene God, dat jo ús sizze oft jo de Messias binne, de Soan fan God.’

En doe woe Jezus antwurdzje. Dit wie net mear in ûnhillige fortoaning, lyk as niist mei dy falske tsjûgen: dit wie in fraech fan de heechste rjochter yn Israël, dy't him ferge op in eed. Dy eed soe er oernimme - hoewol't elk wurd dat er sei, de krêft hie fan in eed! - en Kajafas soe syn antwurd ha. Dit wie ek foar him it hichtepunt fan dit nachtlik forhoar, de ein en de ôfslúting fan syn iepenbiering oan Israël. Hwant as Kajafas it oer de Messias hie, dan tocht er oan in ierdske kening en mei de wurden Soan-fan-God bidoelde hy in minske, dy't mear as oare minsken Gods gunstling wie, mar as hysels sei, dat er de Kristus wie en de Soan fan God, dan bitsjutte dat hiel hwat oars. Hy wie in minske, dat wie sa, mar tagelyk wie er God, de kening fan himel en ierde. Noch noait hie er dat sa dúdlik sein tsjin it folk op it timpelplein, mar dizze nacht soe it Sanhedrin it hearre. Nou soe er alles sizze en neat binefter hâlde en Kajafas mocht witte hwat er mei dat wurd dwaen soe!

En wylst er de eed fan de hegepreester oernaem, sei Jezus plechtich: ‘It is sa't jo sein hawwe: Ik forklearje foar God dat ik de Kristus bin, de Soan fan de libbene God! En ik siz jimme: der komt in tiid, dat jim My, de Minskesoan, sjen sille, sittende oan 'e

rjochterhân fan de Almachtige God en kommende op 'e wolkens fan 'e himel.'

* * *

Ien koart momint stie Kajafas forbjustere, doe gyng dat machtich wurd yn him del en in wylde, ûnhillige freugde sprong yn him omheech. Nou hiene se him dochs noch, dy rabbi fan Nazareth! Mei dit wurd hie er foargoed syn eigen dea-fonnis bisegele! Hy, in minske, makke himsels ta God: dêr stie de dea-stiaf op neffens de Joadske wet. Nou kaem it dochs noch goed, sûnder tsjûgen, allinne troch dit ûnforsichtich wurd fan Jezus!

En dêrmei bitocht er him, dat er him syn blydskip net skine litte mocht. It joech gjin foech, dat de hegepreester fan Israël him bliid makke oer in forgryp, dêr't de hillige Mozes de dea-straf op set hie. Hy kearde him om, nei de oare rjochters, dy't achter him sieten en heve de hannen omheech. Mar dit wie dochs skriklik! In rabbi út Galiléa, in finzene dy't foar syn rjochters stie, makke himsels God gelyk; in neatich minske doarst to sizzen dat er komme soe op 'e wolkens, in rjochter fan himel en ierde! Noch noait hie in man yn Israël sok in greate sûnde dien! En as koe er it net fordrage dat syn fromme earen sok in laster heard hiene, taestte er nei de hals fan syn kleed en skuorde it iepen. Jozef Kajafas gyng yn 'e rou om in wurd fan Jezus, mar al dy fromme rjochters wisten wol, dat er yn syn hert oer alle mjitte bliid wie. En mei triljend lûd sei er: 'Dizze man hat God op it skriklikst lastere: hwat hawwe wy nou noch tsjûgen fanneden? Jim hawwe sels syn Godslaster heard, hwat tinkt jimme?' Doe riisden alle rjochters op fan har stuollen en rôpen: 'Hy is de dea skuldich. Hy is de dea skuldich!'

* * *

De Heare Jezus hearde it en noch sei er gjin wurd. Hy hie de hiele nacht wol witten, dat it sa fier komme moast, mar dochs die it him bitter leed. Dit wiene nou de lieders fan Gods folk, it folk dat hy leaf hie mei al de leafde fan syn Godlik hert en hja forwurpen him, har Hear en Kening. Dit wie slimmer as alles hwat er oan't nou ta lit hie, slimmer as syn eangsten yn Gethsémané, slimmer as de touwen dêr't hja him mei boeid hiene, slimmer as dy wrede fûstslach yn it hûs fan Annas. Nou foar it earst hie er him oan har iepenbiere yn al syn hearlikheit en dit wie har antwurd. En noch wie it net mear as in bigjin....

Nou kamen se op him ta, al dy deftige, hege rjochters, har gesichten forlutsen fan haet, de fûsten oprôlle en yn har eagen in helske grime: Hiel dit lange forhoar hiene se yn noed sitten, dat de tsjûgen alles bidjerre soene en dat it net ta in foroardieling komme koe: nou wie de spanning brutsen en wie er skuldich forklearre. Nou hoegden se him net mear to mijen! En yn har woede spuiden se him yn it antlit, de iene nei de oare. En sels by dizze leffe hún sei Jezus neat; stil stie er dêr tusken har yn en seach har oan mei syn hillige eagen. As er wollen hie, koe er har fordylgje mei ien wurd fan syn mûle, mar hy woe it net. Ek dit hie er op him nommen, dy nachts by Mozes en Elia op 'e berch. Dit, en alles hwat der noch komme moast....

Hwant doe't hja seagen, dat Jezus alles geduldich droech en dat er neat weromsei, doe waerden se noch mear forgrime: hja forgeaten dat hja rjochters wiene, de heechste rjochters yn Israël en hja sloegen him yn it gesicht. Miende er nou wier, dy Galiléer, dat hy komme soe op 'e wolkens fan 'e himel en dat er *har* rjochter wêze soe? En wylder sloegen se him, dat it bloed der nei kaem. 'Dû wolst ús rjochter wêze?' húnden se. 'Mar wachtsje der dan net mei! *Nou* slagge wy dy ommers!'

Doe naem ien fan har in swiere doek en smiet him dy oer de holle en wylst er Jezus wer yn it gesicht sloech, rôp er: ‘Dû bist ommers in great profeet en dû witst alle dingen? Profetearje dan, hwa't dy slein hat!’ En noch spriek Jezus gjin wurd en noch kaem der gjin klacht oer syn lippen.

Doe't de hege hearen wurch waerden fan slaen, kamen de tsjinners en sloegen mei stokken op him los. Al har haet en forachting fierden se út op 'e rabbi, dy't har yn it hôf op 'e groun wurpen hie en har to skande makke hie foar de kohorte. Fan nacht hiene se bang fan him west, mar nou koe er neat bigjinne en nou namen se har wraek. En de hegepreester Kajafas seach it oan en lake der om....

* * *

Doe't it earste bleke ljocht fan 'e moarn troch de hege finsters foel, kaem it Sanhedrin jitris gear om it fonnis út to sprekken. Nou wiene der net folle lege stuollen mear en wer seagen al dy eagen nei Jezus, dy't foar Kajafas stie. Hy wie deadlik bleek, mar noch wie syn krêft net brutsen en rjocht en moedich stie er foar de rjochterstoel.

De hegepreester naem it wurd. ‘Dus jo sizze fan josels, dat jo de Kristus binne, de Messiaskening?’ Jezus antwurde: ‘Ja, mar as ik it jimme siz, sille jim my dochs net leauwe.’ En wer frege Kajafas: ‘En binne jo dan de Soan fan God?’ Mei deselde wurden, dêr't er de nachts de eed mei oernommen hie, spriek Jezus: ‘It is sa't jo sein hawwe.’

En dêrmei spriek Kajafas, de foarsitter fan it Sanhedrin, it fonnis út: Jezus fan Nazareth, dy't himsels útjoech foar de Messiaskening fan Israël en dy't God lastere hie, waerd útstjitten út Gods folk en soe as rebel oerlevere wurde oan Pilatus.

Petrus
245

Lyk as al de oare discipelen hie ek Petrus dy nachts yn Gethsémané syn Master forlitten: hy koe net langer in Messias folgje, dy't himsels oan 'e fijân oerjoech en dy't syn tsjinners forbea om foar him to striden. Mar fier wie er net kommen; hy hâldde to folle fan Jezus om lang lilk to bliuwen en hiel syn hert hie langst om by him to wêzen, om him to sjen en syn stim to hearren. Dat koe nou net mear, mar dan woe er tominsten witte, hoe't it mei him kaem. Hy wie ûnskuldich, mar lykwols soene se him foroardielje, miskien wol ta de dea. En nou, yn dizze bittere ûre, nou't it om syn libben gyng, hiene se him forlitten! It koe net goed wêze, hy moast werom, ek al koe er him nou net mear helpe.

En stadich earst, en doe al flugger en flugger, gyng er werom, de kant op nei Jeruzalem. Hy bleau op in feilige distânsje fan 'e soldaten, mar dochs ek sa tichteby, dat er de troep net kwytrekke yn 'e donkere, bochtsjende strjitten. Der barde neat bysûnders ûnderweis, of it moast dan wêze dat frjemde foarfal mei dy jongeman yn syn wyt lekken. Petrus koe him wol, it wie ek ien dy't yn Jezus leaude en hy wie bliid, dat er noch ûntkomme koe; allinne makke it syn moed net greater. As dy soldaten him ek beetpakten en hja murken hwa't er wie, dan soene se him fêst meinimme. Hy liet it yn him omgean oft it net better wie en gean werom, mar dêr koe er ek net ta komme; hy moast witte, hwat hja mei Jezus diene en hwer't hja him hinnebrochten.

Net fier fan it paleis fan 'e hegepreester trof er wer immen, dy't er koe: in man dy't ek in discipel wie fan Jezus en dy't ek yn it hûs fan Kajafas wêze moast. Hja rounen meiïnoar op en wikselen in mannich wurden; doe gyng de oare troch de poarte en Petrus bleau bûten stean. Noch noait hie er him sa iensum field en sa forlitten, noch noait hie er sa'n langst hawn nei Jezus....

* * *

En doe ynienen seach er forheard op: deselde discipel fan niist kaem wer bûten en frege oft er mei woe nei binnen. Hy bitocht him net en gyng daliks mei. Miskien wie it net forstannich, mar hy woe sa graech ticht by Jezus wêze en as er nou net gyng, krige er de kâns net wer. De portierster, in slavin fan 'e hegepreester, seach him skerp oan, mar hja sei neat. Hy soe wol by dy oare hearre en dy wie út 'e kunde fan Kajafas.

Unwennich stie Petrus op it greate binneplein. It wie der drok yn 'e lette nacht; slaven rounen ôf en oan, riedshearen gyngen de trep op nei de boppeseal en de tsjûgen waerden yn ien fan 'e keamers brocht. Earne op it plein baernde in great houtfjûr en in troep soldaten en slaven stiene der om hinne; hja hiene mei west nei Gethsémané en founen it kâld nei de mars. Petrus seach alle kanten út, mar Jezus wie nearne to sjen. Hwat diene se nou mei him, dêr achter dy hege doarren? Soe er oait wer frij komme en mei har gean troch de stêdden fan Israël?

Hy huvere. Hy koe hjir de hiele nacht net stean bliuwe, dan soene se him fêst finzen nimme en foar it Sanhedrin bringe. Miskien wie it noch it bêste, dat er tusken dy soldaten stean gyng, krekt as wie it hiel gewoan dat er hjir wie en as wie er nearne bang foar.

By it fjûr wie it lekker waerm en hy stiek syn kâlde hannen út; se trillen suver, mar der wie gjin ien dy't der hwat fan sei. Hy harke nei it petear fan 'e soldaten en nei har rouwe grappen. Al gau bigriep er, dat Jezus by Annas wie en dat er strak nei de seal fan Kajafas brocht wurde soe, foar it Sanhedrin. Miskien dat er him dan

noch sjen koe. It spiet him net, dat er hjir kommen wie; hy hie alles wol jaen wollen om noch ien kear tichte by Jezus to wêzen.

En dêrmei kaem in jonge frou op it fjûr ta en seach him oan. Hy koe har noch wol, it wie de slavin dy't by de poarte siet en him ynlitten hie. Hy krige in kleur; hwat die se him sa op to nimmen? Mar hja seach him noch skerper oan en sei: ‘Jo wiene fêst ek wol by Jezus, de rabbi út Galiléa?’ Petrus waerd bleek. En sûnder him to bitinken sei er lûd: ‘Hoe komme jo der by? Ik wit net hwat jo biprate; ik hear net by him!’

De slavin roun al wer fierder. Miskien hie se har forsjoen, mar hja miende dochs fêst, dat hja him wolris mei Jezus sjoen hie op it timpelplein. It hindere ek neat, mei al dy soldaten koe er hjir dochs neat bigjinne, mar hja hie him ynlitten en hja woe net graech, dat der drokte fan kaem.

* * *

Petrus bleau net lang mear by it fjûr en doe't gjin ien him oanspriek roun er op 'e poarte ta. Hy wie bang, mar hy doarst net daliks nei bûten to gean: it soe krekt wêze as fielde er him skuldich. Tichte by it poarte-hûs bleau er stean; it wie der kâld, nei de waerme gloede fan it fjûr, mar feiliger en donkerder. Yn 'e fierte kraeide in hoanne; de nacht wie al wer in moai ein hinne. Mar oan 'e warskôging fan Jezus,

dy nachts nei it jounmiel, tocht er net; hy wie nou sa bang, dat er nearne oars mear oan tinke koe....

‘En dêrmei bleau Jezus stean en seach nei Petrus.’

Der kaem wer in slavin lâns. It wie de portierster net, mar ek dizze bleau by him stean en naem him skerp op. Miskien hie dy earste it oer him hawn, hwant hy hearde har sizzen tsjin in pear mânlju: ‘Dy dêrre heart ek by de Nazarener.’ It bloed fleach Petrus nei de wangen. Dy froulju soene him de dea noch dwaen mei har gepraet! Lûd en forheftich sei er: ‘Minske, jo witte net hwat jo sizze! Ik ken dy man net! God mei my straffe as it wier is!’

Doe kearde er him om en roun it plein wer op. Hy twong himsels om stadich to rinnen, mar al syn lea trillen. Hoe moast er oait wer bûten komme, mei dy slavinnen dêr by de poarte? Hwerom hie er him oait yn dit gefaer bijown? Hy koe hjir ommers dochs neat foar Jezus dwaen. Niist yn it hôf, doe wie er der ré foar, doe doarst er alles.... As Jezus doe biret west hie, dan hie er nou net foar syn rjochters stien. Mar dat wie foarby, foargoed foarby!

En wer rekke er oan it tinken, hoe't alles west hie en hoe't it komme soe as Jezus der net mear wie. It makke him tige drôf, mar syn slimste bangens bikaem by al dy prakkesaesjes. Der wie ek net ien mear dy't nei him omseach, gjin ien dy't him mei fragen lestich foel. Hast in ûre roun er op en del oer it plein, drôf en forslein; hy skamme him oer syn leffe leagen, mar hoe hie it dan oars moatten? Hy koe dochs ek net bêst sizze: ‘Ik hear by Jezus; hjir bin ik, nim my mar’? Stadich roun er wer nei it fjûr; dêr wie it altyd noch feiliger as by de poarte, dêr't dy slavinnen har wurk hiene.

* * *

Op 'e nij hearde er nei it soldatefolk; hja praetten oer de nachtlike mars nei Gethsémané en oer de wûndere genêzing fan Malchus; út har forhalen koe er opmeitsje, dat ien fan harren noch famylje wie fan 'e preesterslaef. Doe't hja letter oer hwat oars bigounen, praette er ek mei. En doe ynienen seagen se him oan. ‘Dû bist in Galiléer’, seine se, ‘it is oan dyn praet to hearren; dus dû wiest àl by Jezus!’ En de man dy't famylje wie fan Malchus, sei lûd: ‘Wis wie hy der by; ik haw him sjoen yn it hôf.’

It wie Petrus as soe er troch de groun sinke. As er dy soldaten net oanprate koe dat er gjin discipel fan Jezus wie, dan waerd dit syn dea. Nou wie it der op of der ûnder. En forheftich, mei swiere eden, bigoun er himsels to forflokken. Hy hie gjin

kunde oan dy Man! Hy mocht hjir op it stuit delfalle, as er oait syn learling west hie. God soe him slaen, as er de wierheit net sei!

De soldaten seagen him binijd oan. Hja hiene der alhiel gjin kwea mei bidoeld, dy Galiléer hoegde net sa op to spatten. Miskien wiene se wol mis en like er allinne mar op ien fan dy discipelen. En ien dy't sa

flokke en swarre koe, hearde ek al net by sok in fromme rabbi!

Petrus woe fuort gean, mar doe't er him omdraeide gyng oan 'e oare kant it plein de doar iepen en brochten se Jezus nei bûten. It waerd stil en allegearre seagen se nei him. Hy wie deadlik bleek en syn holle blette. Hja laetten him ticht by it fjûr lâns en Petrus bleau stean. Syn hert bounze.

En dêrmei bleau Jezus stean en seach nei Petrus; net lilk wie er, mar yn syn eagen stie in great leed. It duorre mar ien momint, doe stompten se him en twongen him om fierder to gean, mar Petrus fielde, dat er dit noait wer forjitte soe. Altyd, sa lang as er libbe, soe er dy eagen foar him hâlde, drôf en lokjend tagelyk. Noch hâldde de Master fan him, noch tocht er om him yn dizze lêste nacht. Fansels, hy koe net witte dat syn discipel him sa lef forret hie, dat er neat better wie as Judas....

En op dat stuit, earne tichteby tusken de huzen, kraeide wer in hoanne en Petrus tocht ynienen oan hwat Jezus sein hie. ‘Ear't de hoanne twaris kraeit hat, silstû my trije kear forsaekje’. It wie as seach er de master wer sitten oan it miel yn 'e boppeseal, as hearde er wer syn drôve stim. Yn syn heechmoed hie er der tsjin ynlein, hie er de warskôging gjin achtslein en sein, dat er wol mei him stjerre doarst. En ynpleats, mei flokken en swiere eden hie er syn Master forsake! O Heare, it lûd fan dy hoanne! Mar dan hoegde *er net* to mienen, dat Jezus it net wist, dan hie er it dy jouns al witten, hoe't it gean soe, en dan wie er nou *al* lilk op him. Noait soe er Jezus wer sjen en noait soe er wer by de oare discipelen komme, hy dy't syn Heare ôfsward hie....

Doe fleach it him oan, it birou oer syn greate sûnde en, wankeljend, mei dronken stappen, roun er nei de útgong. Hy tocht allinne mar oan hwat er dien hie, oan syn kwea en oan Jezus, dy't er sa leaf hie. Der wie gjinien dy't him kearde, net ien dy't hwat tsjin him sei en hy roun nei bûten. Earne achter in hege muorre liet er him falle en skriemde as soe it hert him brekke....

Judas
246

Doe't Judas dy nachts út 'e Peaske-seal nei de oerpreesters gyng, hie er net wifke en net yn bistân stien. Hy hate Jezus sa't er noch noait in minske hate hie en hy wie bliid, dat er nou einlings syn wraek hawwe soe. Ek doe't er mei de soldaten nei Gethsémané roun, hie er gjin meilijen. As er strak yn it donker hôf de rabbi oerlevere hie, dan soe it bliken dwaen, dat Jezus net de Messiaskening wie dêr't er him foar útjoech en dêr't it folk him foar oanseach. Dat hy roun mei wisse stappen, in man dy't wist hwat er woe en dy't der net foar omlizzen gyng. En as hja wer werom wiene yn it paleis fan Kajafas, soe er it lean barre dat oerienkommen wie; tritich sulverlingen. It wie neat to folle, mar mei hwat er al opgarre hie, wie it dochs in goed bigjin! Nei't er alles forlitten hie om Jezus to folgjen, soe er wer fan 'e groun ôf bigjinne moatte....

Mar it wie allegearre oars kommen as er tocht hie. Nei't er Jezus patte hie, wie it suver, as koe er him sa fûl net mear haetsje en dat wurd fan 'e rabbi: ‘Freon, bistû dêrom by ús kommen?’ koe er net wer kwyt wurde. Hy hie syn wraek hawn en Jezus wie finzen en boeid, mar hy koe der net bliid mear om wêze. Hiel dy mars nei Jeruzalem focht er tsjin syn twivel. Hy koe net mear haetsje en hy woe it dochs! As er Jezus net mear haetsje koe, as er ynpleats meilijen mei him hie, hoe soe er dan oait de moed hawwe om in nij libben to bigjinnen? Hy hie syn Master forret, mar hwer moast er keare, as er der nou spyt fan krige?

En oan-ien-wei hâldde er himsels foar, dat it dochs goed west hie, dat er dochs yn syn rjocht stie. Trije, fjouwer jier fan syn libben hie dy rabbi nommen, alles hie er om him forlitten en hwat hie it jown? Hwat wie der wurden fan syn idealen? Hwat

wie Jezus oars as in mislearre Messiaskening? En as it nou net oars kinnen hie, mar it wie ommers syn eigen skuld. Moedwillich hie er syn kânsen weigoaid en syn discipelen hie er meilokke op dat heilleas paed. Nou dizze nacht hiene se him ek forlitten, nou't it to let wie! It spiet him net hwat er dien hie! As it Sanhedrin him foroardiele en him stiennige, dan krige er hwat er fortsjinne.

Mar elke kear as er himsels bisocht to oertsjûgjen wie ek dat oare der wer: Jezus dy't de soldaten tsjin 'e groun wurp, dy't midden yn it deadsgefaer noch foar syn learlingen op kaem, dy't de woune fan Malchus genies. Koe immen dy't sokke dingen die, in forlieder wêze? Hie it dochs mis west, dat forrie? En al sterker waerd dy twivel en al fûlder forsette er der him tsjin.

Miskien soe aenstouns alles better wurde as er it jild bard hie en fuortgean koe.

Mar doe't er yn it paleis fan Kajafas wie en syn jild bard hie, koe er der net bliid mear mei weze. Mei beevjende fingers telde er de sulverstikken en forburch se yn 'e gurle; hy koe net mei dy pong yn 'e hannen rinne, dat elken-ien him oansjen koe, dat er syn Master forret hie.

Hy gyng ek net fuort en hiel dy lange nacht, wylst Jezus foar Annas en Kajafas stie, stie er tûzen noeden út. Hy woe earst witte, hoe't it ôfroun. Noait soe Jezus de Messiaskening wurde, noait soe er syn folk bifrije en hearskje oer de heidenen - dat wie foarby, mar hwat soe it Sanhedrin mei him dwaen? It wie nou dochs wol dúdlik, dat er gjin rebel wie. Wis gjin goede Messiaskening, mar ek gjin man as Bar-Abbas, dy't opstien wie tsjin de keizer. Hja koene him yn 'e boete slaen om dy suvering fan 'e timpel, - binammen de Sadduceën hiene har dat tige nei nommen! - mar hy hie neat dien dêr't de dea-straf op stie.

Mar tagelyk sei in stim yn syn hert: Meitsje dysels neat wys, Judas. Dû wist hoe't hja him haetsje en dat hja him fêst deadzje sille. En dat is dyn skuld, Judas. Hja hiene him net finzen nommen krekt op it feest, astû him net oerlevere hiest! Dû hast it jild bard foar dyn lef forrie en it weacht dy swier yn 'e gurle, al is it dan gjin greate som dêr't jim him op taksearre hawwe. Tritich sulverlingen!

Hy skodholle forheftich, as woe er al dy twivel fan him ôfskodzje, mar al slimmer waerd syn birou. Kaem der dan noait in ein oan dat forhoar? Lieten se him dan noait wer frij? Hwat moasten al dy tsjûgen? Hy hie dochs net ien fan harren hwat dien?

Mei greate stappen roun er op en del, de eagen great en gril, de earen spand op elk lûd. Hy bisocht net iens mear om himsels to oertsjûgjen; hy hie mar ien gedachte mear: hoe komt it nou mei Jezus? Doe hearde er hoe't se him bispotten en him sloegen en in wylde, machteleaze woede kaem yn him op. Wiene dat nou de rjochters yn Israël, dy't in ûnskuldige mishannelen? En mei in skok bitocht er: Mar bin ik dan better? Hja heevje de hannen tsjin him op, mar ik haw him forret mei in pea! En hja hawwe to-minsten net mei him wannele en net oan syn fuotten sitten en net mei him út ien skûtel iten....

* * *

Hy wist sels net hoe't er dy ûren trochkommen wie, mar op it lêst murk er dat it ljocht waerd. Op it plein forfoel it fjûr, dat de soldaten stookt hiene. En doe gyngen de doarren iepen en brochten se Jezus fuort. Hy doarst net wer mei to gean, mar hy seach fol spanning hokker kant hja útgyngen. It timpelplein, Antonia.... O God, nou brochten se him dochs noch nei Pilatus. Dat koe mar ien ding bitsjutte: hja hiene him ta de dea foroardiele as in rebel, in lestes, en foar rebellen hiene de Romeinen mar ien straf: de dea oan it krús! Mar sa hie er it net bidoeld, dat hie Jezus net fortsjinne! It krús, dat wie sa skriklik. Spikers troch de hannen, dyselde hannen dêr't er har dy jouns de fuotten mei wosken hie! En ûren en ûren soe er hingje moatte....

Mei greate stappen gyng er nei de rjochtseal, dêr't in part fan 'e rjochters noch achterbleaun wie. Wyld stoarme er de treppen op en hymjend bleau er stean yn 'e boppeseal. Hy socht nei wurden; hy moast har oertsjûgje, dat hja in ûnrjochtfeardich fonnis sprutsen hiene. It koe noch net to let wêze, hja moasten Jezus weromroppe en op 'e nij rjochtsprekke. Doe rôp er, dat it klonk troch de holle seal: ‘Jim moatte him frijlitte: hy hat gjin kwea dien. Ik haw in ûnskuldige forret!’

De oerpreesters seagen op. Hja bigriepen neat fan Judas syn wanhoop, neat fan syn bitter birou. Hoe soene se ek meilijen hawwe mei in forrieder, as hja gjin meilijen hiene mei Jezus? En koel en út 'e hichte seine se: ‘Dêr hawwe wy neat mei to meitsjen. Dû meist hinnegean en sjoch hwat der fan komt.’

Judas seach wol, dat hja him net helpe woene en forslein gyng er de seal út, de treppen del nei bûten. Nou wie alles forlern, nou moast Jezus stjerre oan it krús. En as de Master stoar, dan wie der op 'e ierde gjin plak mear foar him. Syn skuld wie to great dat it noch oait forjown wurde koe. Hy wist nou hwat him to dwaen stie....

Mar ear't er der in ein oan makke, woe er earst dat jild kwyt. It woech as lead, dat bloedjild, dêr't er Jezus foar forret hie. It hie syn doel west om it de rjochters werom to jaen, mar dy hoegde er der net mei oan to kommen. Der wie mar ien plak dêr't er it kwyt koe: yn 'e skatkeamer fan 'e timpel. Miskien wie it noch to gau en wie it offerblok noch forsegele, mar hy koe net mear wachtsje.

Sa hurd as er koe roun er nei de timpel. Der wie gjin ien dy't er it jild jaen koe. En dochs woe er it misse, nou daliks. Hy naem it út 'e gurle en mei in rauwe skreau fan wanhoop smiet er it oer de groun. De sulverstikken rinkelen noch oer de flier, doe wie er al wer op it plein.

* * *

Hy roun by it alter lâns, dêr't de preesters al yn aksje wiene; yn it foarbygean naem er in tou mei dat dêr op 'e groun lei. Dit waerd syn lêste reis. Hy woe net langer libje yn in wrâld dêr't Jezus stjerre moast. Sûnder omsjen roun er de poarte út, de berch op nei boppen. Hy skriemde net, lyk as Petrus, doe't de hoanne kraeide. Foar him kraeide der gjin hoanne mear. Oan it lêst ta, yn 'e Peaske-seal, hie Jezus him warskôge; doe hie er Judas oerlitten oan 'e Satan.

En Judas tocht ek net mear oer forjowing; hy bigearde it net iens mear. Him koe gjin ien mear helpe. De alve discipelen forachten him, de Master moast oan it krús en God wie forgrime op him. God wie in fortarrend fjûr, skrikliker, deadliker as dat fjûr, dat baernde yn syn hert en dat er net langer drage koe. Hy hie de slimste sûnde dien, dy't oait in minske dien hie; it wie rjocht, dat er nou in ein oan syn libben makke.

Syn hannen trillen net, doe't er in strûp makke yn it tou en dy om 'e hals die. Doe knoopte er it oare ein fêst oan in beam, dy't skean oer de ôfgroun hong, en sprong yn 'e djipte. De bûgende tûke koe him net drage en knapte ôf. Hy foel to pletter yn 'e djipte op 'e skerpe rotsen....

* * *

De preester, doe't er dy deis de wacht bitriek by it offerblok, foun oer de flier de tritich sulverlingen. Hy socht se allegearre op en doe't er neifraech dien hie, brocht er se by de oerpreesters: it woe him foarkomme, dat sok jild net yn 'e timpelskat hearde. De oerpreesters wiene it mei him iens: dit wie bloedjild en dat mocht net ta offerjefte brûkt wurde. Mar dêrom hoegde it fansels net wei! It hie ien kear tsjinst dien om dy Nazarener yn hannen to krijen; nou koe it jitris brûkt wurde ta in goed doel. It kaem doedestiids wol foar, dat der feestgongers to Jeruzalem kamen út fiere lannen en dêr stoaren. Soms wiene it minsken sûnder jild en as der dan gjin famylje wie, moasten se op kosten fan 'e timpel bigroeven wurde. It wie dan wolris lestich om in gaedlik plak to finen, ticht by de stêd: de groun wie djûr om Jeruzalem hinne. Mar nou wie der in hoekje lân to keap, dat tige geskikt wie: in pottebakker hie it ôfgroeven en woe it nou wol kwyt. Doe't hja der nei fornamen, die it bliken dat de man der krekt tritich sulverlingen foar frege. Dat trof dus al tige moai. En hoe't hja oan it jild kommen wiene, dat hoegde gjin ien to witten....

Mar letter kaem it dochs noch út en it folk neamde sûnt dat stik lân ‘Akeldama’, dat is ‘Bloed-ikker’. Jierren en jierren letter waerd it noch altyd sa neamd.

Forhoar foar Pilatus
247

Doe't de lânfâld Pontius Pilatus dy nachts it rapport fan syn haedman lêzen hie, stie it by him fêst, dat Jezus net steatsgefaerlik wie. In man dy't himsels frijwillich bine liet en syn tsjinners forbea om foar him to striden, koe gjin rebel wêze. Dat hiele konflikt tusken de rabbi en it Sanhedrin soe wol wer oars neat wêze as in kwesje oer de godstsjinst en oer dy Joadske wet en dêr krige in bûtensteander dochs noait hichte fan. En it wie fansels ek noch bêst mooglik, dat dy rabbi alhiel gjin skuld hie en dat it Sanhedrin him om de iene of oare reden kwyt woe. Hy koe de fromme mannen wol sahwat! Yn elk gefal wie er bliid, dat hy gjin rjocht oer Jezus hoegde to sprekken....

* * *

Hy waerd dan ek suver kjel, doe't de oare moarns bitiid de âldsten en de oerpreesters op it timpelplein stiene en rôpen, dat hja in oanklacht ynbringe woene tsjin Jezus fan Nazareth. It alderleafst hie er se fuortdaliks wer weromstjûrd, mar dat koe fansels net: as heechste rjochter yn 'e provinsje Juda moast er har to reden stean. ‘Lit se boppe komme’, sei er mei in sucht, ‘de finzene, mar ek de leden fan it Sanhedrin.’ De tsjinner krige in kleur. ‘It is Peaske, hear.... en hja meije hjoed net yn it hûs fan

in heiden komme.... Hja soene ûnrein wurde.... Dat as jo sa goed wêze wolle om bûten mei har to praten....'

Pilatus forbiet syn woede. Soks koe allinne mar yn dit lân, by dit greatske Joade-folk! Hja wiene to heech en to hillich om in foet by him yn 'e hûs to setten, by him, de procurator fan 'e Keizer en in heech Romein! Mar ek hjir koe er neat fan sizze: elke hege amtner yn it Joadske lân hie de opdracht om har to-wille to wêzen yn 'e dingen fan 'e godstsjinst. Heech en rjocht roun er nei bûten, it foarplein fan Antonia oer, nei de smelle trep, dy't tagong joech nei it timpelplein. Ut 'e hichte seach er del op 'e Sadduceën en Farizeën en frege: 'Hwat foar biskuldiging bringe jim tsjin dizze minske yn?' De Sanhedristen fielden wol dat it net maklik wêze soe om to biwiizgjen, dat Jezus in gefaerlik rebel wie en as it net hoegde, woene se leaver net mei har biskuldiging komme. Hja hiene heal en heal hope dat de lânfâld de saek net ûndersykje soe en dat er har sûnder mear frij jaen soe om Jezus to deadzjen. Miskien dat it har noch slagge as hja oppasten. En lûd en forheftich seine se: 'Wy hawwe fansels in oanklacht tsjin dizze man, mar it hat gjin sin en helje dat allegearre wer fan it bigjin ôf op: jo

kinne wol bigripe dat er in misdiediger is, oars soene wy him net by jo brocht ha!'

Pilatus bigriep daliks hwer't hja op út woene, mar sa maklik kamen se dizze kear net fan him ôf. 'Goed', sei er, 'as jimme dan sa goed witte dat er skuldich is, nim him dan en oardielje him dan neffens jim eigen wet en lit my der bûten.' De mannen fan it Sanhedrin rôpen: 'Wy hawwe him al foroardiele, mar it stiet ús net frij om him to deadzjen.'

Pilatus bisaude him. Dus hja hiene dy man, dy't nimmen hwat misdien hie, ta de dea foroardiele en nou woene se hawwe dat hy dat fonnis útfiere soe. Mar ear't er dat die, woe er earst witte, hwat de finzene dien hie en hokker biwizen hja tsjin him hiene. 'As it sa stiet,' sei er stûf, 'as it in saek is fan dea of libben, dan bin ik ré om in ûndersyk yn to stellen. Mar dan sille jim ek roun-út sizze moatte, hwat dizze man misdien hat!'

De mannen fan it Sanhedrin bigriepen, dat hja der net mear foar wei koene en kom mei har biskuldiging foar it ljocht. Yn it hûs fan Kajafas, dy moarns, hiene se Jezus foroardiele om't er him sels de Soan fan God neamd hie, mar soks hoegden se Pilatus net mei oan to kommen. Hy soe ienfâldich sizze, dat dat in godstsjinstige kwesje wie en dat er dêr neat mei to meitsjen hie. En dêrom seine se: 'Dizze Jezus set it folk op tsjin 'e keizer en hy forbiedt har om it keizer-jild to biteljen. Hy is steatsgefaerlik, hwant hy seit fan himsels, dat er de Kristus, de Messiaskening is.'

Pilatus joech in koart bifel en de soldaten brochten Jezus nei de rjochtseal en makken syn boeijen los. Hy leaude der neat fan, dat dy bleke, swijende man in rebel wie en tsjin de keizer opstie, mar hy moast it nou ienkear ûndersykje. 'Binne jo de Messiaskening fan 'e Joaden?' frege er. Fol spanning wachte er op it antwurd. As er nou dochs ris 'ja' sei.... Mar dat wie ûnmooglik!

De Heare Jezus antwurde lykwols net mei in simpel ja. Hy *wie* de Messiaskening, mar hiel oars as de lânfâld it bidoelde en hiel oars as syn fijannen mienden. En dêrom sei er: 'Hoe bidoele jo dat, Messiaskening fan 'e Joaden? Haw ik faeks oanlieding jown, dat jo yn my in kening sjogge, of freegje jo it, om't dy dêr bûten it fan my sizze?'

Pilatus loek oan 'e skouders. 'Ik bin gjin Joad en iksels soe jo net foar in kening oansjen, mar jins eigen folk en de oerpreesters hawwe jo oerlevere en dy sizze dat it sa is. Mar hwat hawwe jo dan dien, dat hja soks fan jo sizze?'

Jezus antwurde: 'Ik haw neat dien tsjin jimme wetten, mar in kening bin ik al; lykwols is myn keninkryk net fan dizze wrâld. As myn keninkryk fan dizze wrâld wie, dan soe ik my net oan 'e Joaden oerjown ha en dan soene myn tsjinners foar my striden hawwe. It is dus dúdlik, dat myn keninkryk net fan dizze wrâld is.'

Pilatus knikte. It wie krekt sa't er sels ek al tocht hie, doe't er it rapport fan 'e haedman lies. En dochs wie it net sûnder gefaer, sok praet oer in 'keninkryk,' binammen net yn dit lân en by dit folk. 'Dus', sei er, jo binne al in kening?' Jezus antwurde earnstich: 'It is sa't jo sizze! Ik bin yn 'e wrâld kommen om 'e wierheit to iepenbierjen oan myn folk; elk dy't út 'e wierheit is, heart myn stim.'

Pilatus bigriep net folle fan dit djippe wurd. In kening yn it ryk fan 'e Wierheit! It koe sa wêze, mar it foel yn elk gefal bûten syn rjochtsbistel. Hy stie hjir foar it ryk fan Rome en dêr hie er to-wille genôch oan. 'Hwat is Wierheit?' sei er ûnforskillich. Hwat ha wy hjirre yn in Romeinske rjochtseal to meitsjen mei dat ryk fan 'e wierheit, dat 'net fan dizze wrâld' is? Mar ien ding wie him nou wol dúdlik wurden: dizze Jezus wie gjin rebel. In kening yn it ryk fan 'e wierheit wie gjin konkurrint fan 'e keizer yn Rome.

Hy gyng wer nei bûten, nei de trep fan it foarplein en lûd en dúdlik sei er: 'Ik haw jimme oanklacht ûndersocht en ik haw de finzene der oer ûnderstien, dat ik wit nou

dat er gjin rebel is en dat it syn doel net is om op to stean tsjin 'e keizer. Ik kin dus jimme fonnis net bikrêftigje: ik fyn gjin skuld yn him.'

Pilatus forwachte net oars as it Sanhedrin soe him by dizze útspraek dellizze; fansels soene se lilk wêze en tsjin-appelearje, mar as hja murken dat it him ynmoed wie, soene se har skikke moatte. It wie mar goed, dat hja sels it rjocht net hiene om in finzene to deadzjen! En dat wiene dan dy fromme mannen, dy't op it Peaske-feest net yn in heidensk hûs komme mochten!

* * *

Mar dizze kear forsinde Pilatus him. Hy hie al gâns in skoft as procurator oer Juda stien en hy koe de Joaden wol, mar ien ding wist er net, koe er ek net witte: hòe great har haet tsjin Jezus wie. Hja soene alles op alles sette om him oan it krús to krijen en neat soene se ûntsjen om ta har doel to kommen. En mei de fûsten omheech rôpen se: 'Mar hy mei net frij; hy set it hiele folk tsjin 'e keizer op, earst al yn Galiléa en nou to Jeruzalem.'

Pilatus hearde wol oan har driigjende, twingende stimmen, dat hja har net by syn fonnis deljaen soene. Fansels, hy hie de macht en as er Jezus frij liet, soene se bilies jaen moatte. Mar wie it wol forstannich? Krekt dizze moarn, nou't dy trije rebellen krúsige wurde moasten, koe er gjin konflikt hawwe mei it Sanhedrin. De hege hearen fielden fansels neat foar dy Seloten, mar as hja har sin net krigen wiene se der neat to goed ta en stokelje it folk ta oproer op.

It wie better, dat er net al to fûl tsjin har yngyng. Mar dêrom hoegde er noch net in ûnskuldige to foroardieljen.

Hy stie dêr stil op it hege foarplein en harke nei har wyld gerop. Doe glimke er fyntsjes en stiek de hân op. It waerd stil en hy frege: ‘Haw ik dat goed heard, dat dizze man in Galiléer is?’ De oerpreesters rôpen: ‘Fansels is it in Galiléer; hwer soe sa'n forlieder oars weikomme as út Galiléa?’ Hja krigen op 'e nij wer hoop. De Romeinen hiene it net op Galiléa stean, it stamlân fan 'e Seloten en nou koe it bêst wêze, dat Pilatus him dochs noch foroardiele; hy moast nou ek wol ynsjen, dat dy Nazarener in gefaer wie foar it Ryk. Pilatus naem wer it wurd. ‘Hwerom hawwe jimme dat daliks net sein, dat jim him foroardiele hawwe, om hwat yn Galiléa bard is? Jim witte dat Galiléa bûten myn rjochtsgebiet falt. Nim dus de finzene en bring him foar de rjochterstoel fan Herodes. Jim treffe it, dat dy ek mei it feest yn Jeruzalem is...’ Mei greate stappen roun er it rjochthûs yn. Op it timpelplein, efter him, rôpen en bearden de oerpreesters. Hy seach net om en bearde dat er har net hearde.

* * *

Doe't hja Jezus fuortbrochten, forgrime om't hja har sin net krige hiene, seach Pilatus har nei. It bigreate him om Jezus. Noch noait hie er immen sjoen, dy't sa moedich, sa geduldich syn lijen droech. Hie er him frij litte moatten?.... It wie om alles better, dat er dy Sanhedristen net tsjin him yn it harnas jage. Miskien dat dy stille, bleke rabbi der foar bliede moast.... It wie spitich, mar sa wie nou ienkear it libben: der binne altyd guon dy't it bilije moatte! Faeks foel it ek noch hwat ta en spriek Herodes him ek frij! Dat wie sels in heale Joad en dy wist better hwat it lije koe mei dy oerpreesters en skriftgelearden. En as Herodes al spul mei har krige, nou, dan soe hy, Pilatus, der noch gjin trien om litte. Herodes hie it wol oan him fortsjinne....

Doe sette er alles fan him ôf en joech him ta syn wurk.

Foar Herodes
248

Herodes Antipas, deselde Herodes dy't destiids Johannes deadzje litten hie, fierde ek it biwâld oer Galiléa. Hy hie gâns fan Jezus heard en al dy wûnderforhalen hie er him tige nei nommen. In rabbi dy't de démonen útwurp en sels de deaden it libben jaen koe, wie gjin gewoan minske. Soms tocht er: as dy Jezus nou ris oars gjin ien wie as de Doper, de Doper, dy't opstien wie út 'e deaden? Dan wie it nammens gjin wûnder, dat dy krêften yn him wurken en dan koe er ek noch wolris wraek nimme op him, Herodes! Dat hy woe graech dy rabbi ris sjen en mei him yn 'e kunde komme: as er mar út 'e fierte op Johannes like, dan wist hy it wol! Mear as ien kear hie er syn tsjinners opdracht jown om de rabbi foar him to bringen, mar altyd wie Jezus fuortgien, bûten syn rjochtsgebiet, en sels dêrwei kamen noch birjochten binnen fan siken dy't er genêzen hie, fan melaetsken dy't er reinige, fan démonen dy't er útwurp. Nou wie er al wer tiden yn Judéa en Herodes hie de moed al opjown dat er him noch oait treffe soe. Miskien wie it ek mar better sa....

En nou op dizze Peaske-moarn, nou 't er it yn it minst net forwachte, kamen de mannen fan it Sanhedrin sa mar mei him oansetten. Hy gyng hastich nei de rjochtseal, bliid dat er nou wissichheit hawwe soe en tagelyk bang. Hwat moast er sizze, as it wie sa't er tocht.... Doe't er Jezus stean seach, wist er mei ien eachopslach, dat er him om 'e nocht bang tocht hie: dy bleke man mei syn to-boeide earmen like yn it minst net op 'e rûge profeet. Hy bigriep sels net, hoe't er oait soks tinke kinnen hie.... Mar nou't er hjir dochs wie, woe er yn elk gefal mei de finzene

prate. Hy woe ek wol ris in wûnder sjen en sa'n kâns as nou krige er noait wer; nou't er foar syn rjochterstoel stie, koe er it net wegerje.

* * *

Hy praette earst mei de Sanhedristen, dy't Jezus forheftich biskuldigen. Hja gyngen suver to kear, de fromme mannen, mar as hja mienden, dat er dêr hwat om joech, dan hiene se it mis. Hy hie se wol ris earder heard en om har in deugd to dwaen soe er net de hannen oan sa'n Godsman slaen. Dy iene kear, doe mei Johannes, hie er der genôch lêst fan hawn!

Dus Pilatus hie har nei him tastjûrd, doe't er hearde dat dizze man út Galiléa wie? Dat foel him net ôf fan 'e lânfâld, dat wie werklik roijael! Der hie wolris hwat west tusken him en Pilatus, dat wisten hjasels ek wol; dat krige men as jins gebiet oaninoar grinze, mar

dat wie nou forgetten. Hy wie der syn freon Pilatus - dat mochten se sa oerbringe: syn *freon* Pilatus! - tankber foar. En nou woe er dan wolris mei de finzene prate....

* * *

Suver freonlik seach er fan syn hege stoel op Jezus del. Hy leaude der neat fan dat dizze rabbi in misdiediger wie, dy't de dea fortsjinne hie. As er aenstouns in wûnder foar him die, dan wie er net ûngenegen en lit him frij. En dêrmei bigoun er Jezus to bifreegjen. Hwat hie er dien, al dy tiid dat er yn Galiléa west hie? Hie er him oait mei de Seloten ôfjown? Of hie er allinne mar goed dien en wûnders forrjochte? As er nou hjir ek ris sa'n teken die?.... Hy koe gerêst alles sizze, dat er op it hert hie! Dit wie hjir it Sanhedrin net!

De Heare Jezus antwurde net op al dy fragen. Dy nachts foar Kajafas en letter foar Pilatus, hie er op alle fragen in antwurd jown, mar dizze kening, dy't gjin sizzen hie to Jeruzalem, koe syn rjochter net wêze. It wie him der ek net iens om bigoun om rjocht to sprekken: hy woe allinne mar in wûnder sjen en as er in wûnder seach, soe er lykwols net leauwe!

Herodes wie tige forbaesd, dat Jezus gjin antwurd joech op syn fragen. Woe dy finzene him biledigje, dat er sa koppich swijde? Doarst er net to antwurdzjen? Hy bigriep der neat fan, dat dat swijen fan Jezus in oardiel wie, in straf oer hwat er Johannes oandien hie. Ien kear hie God ta him sprutsen troch de mûle fan 'e Doper; dat boadskip hie er gjin acht slein en Gods profeet hie er deade: nou swijde God. Mar om't er it net bigriep, kaem er wer mei nije fragen, bigoun er to driigjen en om in wûnder to twingen. Doe't der noch gjin wurd oer Jezus' lippen kaem, waerd er lilk. Bigriep er dan net, dat hy de macht hie om him los to litten, mar dat er him ek werom stjûre koe nei Pilatus? Wist er dan noch net, dat it om dea of libben gyng? Hie er net heard hwat de mannen fan it Sanhedrin seine?

Jezus sei neat. En doe waerd kening Herodes forgrime. As dy rabbi dan net wizer wie, as er dan to greatsk wie om in kening to antwurdzjen, dan soe er it oars bisykje. Faeks dat de soldaten him de mûle iepen brekke koene. Hy gyng fan 'e rjochterstoel ôf en rôp de offisier fan 'e wacht. Hjir wie in Joadske rabbi, in man dy't gjin mûle opdwaen woe, sels net as syn kening yn goedens mei him spriek: as er nou syn soldaten ris gearrôp, miskien wisten dy der rie op?

* * *

Hy bleau der sels by stean, doe't de wrede soldaten Jezus namen en him húnden. It wie de twadde kear al, dat er slein en mishannele waerd, mar ek dizze kear droech er it swijend en mei great geduld. Hy moast it ûnrjocht drage en sa foldwaen oan it rjocht fan God; hy moch himsels net forlosse út 'e macht fan minsken, om't er sa syn folk forlosse moast! En hoe't se him ek bispotten en sloegen, hy sei neat werom.

Doe't hja al har haet en al har forachting útfierd hiene, liet Herodes in wite mantel helje en dy teagen se him oan, ear't hja him op 'e nij wer boeiden. Doe brocht er him by de mannen fan it Sanhedrin en droech har op him wer by Pilatus to bringen. It wie better dat Pilatus him oardiele: hwat er yn Galiléa dien hie, dat wie sa lang al lyn. En wylst hja him meinamen, lake er wreed. Dy wite mantel, dat wie in kostlike grap! Hwant wyt wie de kleur fan 'e ûnskuld en as Pilatus der út op meitsje woe, dat hy gjin skuld yn Jezus foun hie, dan wie it him bêst. Hy wie net ienris mear lilk op dy rabbi; wol hie de man him hune mei syn swijen, mar dêr hie er syn straf foar hawn: de soldaten hiene de rekken lyk makke. Mar Pilatus, dy't in Romein wie, koe der ek hiel hwat oars yn sjen: yn Rome droegen in wite mantel hwa't oanspraek

makken op in keningstroan en sa koe dy mantel fan Jezus ek bitsjutte dat Herodes yn him in takomstich kening, in konkurrint fan 'e Keizer seach. En yn dat gefal kaem er oan it krús en ek dêr soe er gjin trien om litte! Pilatus moast it mar witte; it wyt fan 'e ûnskuld of de rebelle-mantel, de frijheit of it krús!

* * *

En wer gyngen de mannen fan it Sanhedrin mei Jezus de strjitten lâns. It waerd al letter en de strjitten wiene fol minsken. As hja net oppasten koe it noch op in oproer útrinne. Der rounen nou al forskate Jeruzalemmers mei om to sjen, hoe't it komme soe. En bitter tochten se, dat it allinne Pilatus syn skuld wie. Hwerom hie er har fuortendaliks har sin net jown? Oars seach er ek net op in minskelibben mear of minder. Hy die it fansels allinne om har to tergjen, mar hy wie noch net fan har ôf! Dizze reis-om-'e nocht nei it hûs fan Herodes hie er alline mar bitocht om foar in útspraek wei to winen, mar hja kamen wer! Hja soene altyd wer komme, krekt sa lang oan't er dy forlieder oan it krús slaen liet....

* * *

En hja wisten net, dy forbline Sanhedristen, dat it ek neffens Gods wollen wie, dat Syn Soan hingje soe oan it wrede krús en dat hja, mei har fûle haet tsjin Jezus, krekt dwaende wiene om Syn wollen to dwaen. Allinne har sûnde en har skuld waerd der net minder om!

Bar-Abbas of Jezus
249

Earst doe't de mannen fan it Sanhedrin foar de twadde kear foar de stins stiene, wist Pilatus, hoe fêst er der op rekkene hie dat Herodes Jezus loslitte soe. Hy hie gjin skuld yn him foun, - hwat soe dy wite mantel nammers oars bitsjutte? - mar lykwols stjûrde er him werom. Miende er nou wier, dat er him der in deugd mei die? Herodes wie syn freon wurden, mar hwat holp it him, as dy Joaden oproer makken? As er dochs noch har sin die en Jezus foroardiele.... Mar dat koe net! Gjin rjochter koe in ûnskuldige ta de dea foroardielje allinne om it Sanhedrin in deugd to dwaen.

Hoewol, hy wie net allinne rjochter, mar ek lânfâld en kommandant fan 'e troepen. As militair koe er ek sûnder fonnis straffe, as it nedich wie om de rêst yn syn gebiet to biwarjen. Hy koe Jezus giselje litte en him dan frij litte. It wie gjin lichte straf, - net om 'e nocht neamden de soldaten it ‘de heale dea’ - mar as dy oerpreesters dan to-freden wiene en hy koe der in oproer mei keare.... En alhiel ûnskuldich wie dy rabbi ek net! Hoe maklik hie der net bloed floeije kinnen, dy Sneins fan 'e yntocht. Miskien soe in giseling in goede ôflear foar him wêze en as er him dan oan it folk sjen liet, to-slein en biblet, dan soene sels de Sanhedristen gjin biswier mear hawwe om him frij to litten.

Dat hy gyng wer nei bûten en spriek: ‘Ik haw fan 'e moarn dizze minske ûnderfrege en ik wit, dat er gjin rebel is en ek Herodes hat neat yn him foun, dat de dea fortsjinnet. Mar om't er oanlieding jown hat ta gâns opskuor yn dizze stêd, dêrom sil ik him giselje litte en dan lit ik him los.’ Hy murk wol, dat de mannen fan it Sanhedrin it lang net mei him iens wiene, mar dit wie nou syn lêste wurd. Fierder woe er net gean. Fjirtich-min-ien slaggen - it wie al slimmernôch!

* * *

En doe ynienen wie der in hiele opskuor op it timpelplein. In binde Galiléers krong tusken it folk troch en kaem de trep op nei it foarplein fan 'e stins. Fansels, tocht Pilatus, it wie wer Peaske en dan wie it wenst, dat er in finzene losliet; it folk fan Jeruzalem mocht sels kieze, hwa't hja frij ha woene. Dizze Galiléers soe it wol om Bar-Abbas to rêdden wêze en as hja it fregen, koe er it har net wegerje. En doe skeat der him hwat yn it sin! Ek Bar-Abbas hiet fan syn foarnamme Jezus. As er dy twa ris njonken inoar sette en hy liet dat folk op it timpelplein mei kieze.... Jezus, de Messias en Jezus, de rebel! De Galiléers soene fansels Bar-Abbas kieze, mar de deftige hearen fan it Sanhedrin moasten neat fan sok Selote-folk hawwe, foaral de Sadduceën en de partij fan 'e oerpreesters net. Hja soene der noait oer tinke en kies in rebel as Bar-Abbas frij, dy't de iene of oare dei in oanfal dwaen soe op 'e timpel. En it folk fan Jeruzalem soe it fêst net weagje en gean tsjin har lieders yn. It koe net oars: it meartal soe foar de rabbi wêze.

Hy rôp in centurio en joech him bifel om daliks de finzene Bar-Abbas to bringen en him nêst Jezus to setten, flak foar it folk op it timpelplein. Hoe mear't er der oer neitocht, hoe better it plan him talike. Dy reis nei Herodes, dat hie in forsin west, mar dit koe net mislearje; hy koe dy Joaden nou hast wol ris. En sa koe er Jezus ek noch dy giseling bisparje!

En dêrmei brochten de soldaten Bar-Abbas nei bûten. Op it timpelplein waerd it stil en alle eagen gyngen nei de rebel, dy't dizze moarn oan it krús hingje soe en dy't nou dochs it libben der noch ôfrêdde. Allinne de Sanhedristen seagen donker. Hja stiene it net rjocht, mei dy beide mannen dêr njonken inoar op it foarplein. Hwat woe Pilatus nou wer? Wie dit dochs noch wer in set om dy Nazarener los to krijen?

* * *

Barabbas seach forheard fan Pilatus nei Jezus en fan Jezus nei it folk. Hwat woene se mei him? Hwat moast al dat folk him sa oan to gapjen? En dy fromme mannen fan it Sanhedrin, dy't it mei de Romeinen hâldden, hwat moasten dy hjir? Wie it noch net moaijernôch, dat er strak hingje soe oan dat forflokte hout; moasten se nou de spot noch mei him driuwe? En doe hearde er de lânfâld sizzen: ‘Ik bin ré, jim ek op dit feest in finzene los to litten. Jim hawwe de kar oan jimsels; hwa sil ik hjoed loslitte: Jezus Bar-Abbas, of Jezus dy't de Kristus neamd wurdt?’ Bar-Abbas hâldde de siken yn. Dus dat wie it. Syn hert bounze. As se him nou ris keazen.... Doe seach er nei de forgrime Sanhedristen, dy't de koppen byinoar stieken en forheftich skodhollen. Hy lake wrang. Hy hie fansels gjin skyn fan kâns! Allinne in mannich Galiléers soene him kieze, mar al dy oaren haten him. Dy leffe lânforrieders, dy't krûpten foar de Romeinen, dy soene him net frij kieze. Dy rabbi,

dy waerd it! Tsjin sa'n ien koe hy net op! Hy hie noait in bline de eagen iepene, hy hie allinne mar in pear Romeinen foar ivich de eagen sletten. En dêr moast hy nou foar bliede! O, dat krús.... Dy Romeinske hounen.... En dat leffe folk, dat de rêst en de frede leaver hie as de frijdom! En hwerom seine se noch neat? Hwerom makken se der gjin ein oan? Dit wie net to dragen....

Ek Pilatus wachte op 'e stim fan it folk. In mannich Seloten, it Sanhedrin, it folk fan Jeruzalem.... It koe net oars, hja moasten Jezus kieze, dy't har oars net as goed dien hie. Bar-Abbas, de rebel, hie in pear Romeinen deade, mar hwat holp it har? Dêr krigen se de frijdom net mei werom!

Hy woe freegje: Siz it my; hwa kieze jim?, doe't in soldaet op him ta-kaem. ‘Hear Procurator, der is in boade kommen mei in brief fan jins frou.’ Pilatus seach forheard op. Hwat koe syn frou him to skriuwen hawwe, sa ier yn 'e moarn? Hy stiek de hân op tsjin it folk dêr ûnder him. ‘Ik kom gau werom; biried jimme goed.’ Doe gyng er hastich nei binnen. As er de oerpreesters en de Skriftgelearden better kinnen hie, hie er dy brief wachtsje litten....

* * *

Hy wie noch hast net yn it rjochthûs, of de mannen fan it Sanhedrin namen har kâns waer. Hja wisten mar al to goed, dat it folk it measte foar Jezus fielde. Hjir stiene minsken by, dy't de Sneins noch om it lûdst ‘Hosanna’ roppen hiene en dy't altyd noch hopen dat er him iepenbierje soe as de Messiaskening. As hja net oppasten, koe alles noch mislearje! Hastich joegen se har tusken de minsken yn en leine har op om Bar-Abbas to kiezen. Net dat hja it sels yn alles mei Bar-Abbas iens wiene, mar it wie yn elk gefal in keardel, dy't hwat doarst en dy't syn libben oer hie foar syn folk! En dy Nazarener.... Mar hja wisten alles noch net! Dizze selde nacht yn it hôf hie er syn discipelen forbean om it swurd to brûken. En wie it har dan nou al wer forgetten, dat er de skare op it timpelplein gebean hie om it keizerjild to biteljen? Koe sa'n ien har Messias wêze?.... Né, dy't syn folk leaf hie, dy koe Jezus net kieze. It soe lânforrie wêze.... Sei it har dan neat, dat Pilatus alle war die om de Nazarener los to krijen en dat er Bar-Abbas oan it krús ha woe?.... Wie it net de plicht fan elke Israëlyt om krekt oarsom to dwaen as de Romeinen woene?

Sa setten se it folk tsjin Jezus op en Pilatus wist der neat fan, hwat him dêr bûten ôfspile. Hy stie yn syn keamer en lies it brief fan syn frou. Echt hwat foar har om sa to skriuwen. ‘Tink der om en bikweadigje dy net oan dy rjochtfeardige, oan Jezus, hwant ik haw dizze moarn tige mei him to dwaen hawn yn 'e dream.’ Hja tocht fansels, dat er him sa mar los litte koe; hja bigriep neat fan syn soargen, neat fan syn posysje yn dizze provinsje, neat fan 'e macht fan it Sanhedrin. Mar Claudia koe lykwols gerêst wêze: har rabbi kaem net oan it krús. Ear't har brief kaem, hie er al fornommen hoe't de stimming wie dêr bûten.

Hy praette noch efkes mei de boade, doe gyng er wer nei it foarplein. ‘Jim hawwe nou de tiid hawn om jim to birieden. Hwa sil ik jim loslitte, Jezus Bar-Abbas of Jezus fan Nazareth?’ En dêrmei foel hiel it koar fan 'e Sanhedristen yn: ‘Wy kieze Bar-Abbas! Lit ús Bar-Abbas los!’ Al wylder, al lûder rôpen se en it wiffe folk bigoun mei to roppen: ‘Lit ús Bar-Abbas frij!’

It wie Pilatus oft er in slach yn it gesicht krige. Briek dan alles him by de hannen ôf, dizze moarn? Koe er se dan dochs net, dy Joaden dêr foar him op it plein? Wie har haet tsjin Jezus dan sa great, dat hja der alles om forgeaten? En bitter sei er: ‘Mar as ik Bar-Abbas loslit, hwat moat ik dan mei dy Jezus dwaen, dy't de Kristus neamd wurdt?’ De Sanhedristen rôpen út alle macht: ‘Oan it krús mei him!’ Pilatus heve wanhopich de hannen omheech. ‘Mar hwat hat er dan dien, dat de dea weardich

is?’ Der kaem gjin antwurd op dizze fraech, mar it folk en de oerpreesters rôpen noch lûder: ‘Krúsigje him! Krúsigje him!’ It wie as in sprekkoar út 'e hel en de heiden Pilatus huvere. Hoe wie it mooglik dat hja sa haetsje koene? En dan neamden se har ek noch it folk fan God!

Hy draeide him om en joech in koart bifel; de soldaten makken Bar-Abbas los; de rebel wie frij en koe gean dêr't er woe. It like wol, of bigriep er it sels sa gau net. Wie er nou wier frij? Hy riek de earmen, dêr't niist de bannen noch om hinne knypten en seach nei syn hannen. Soene se dêr nou aenstouns net de spikers troch slaen? Doe seach er nei Jezus, dy't swijend njonken him stie. Dy rabbi, dy soe it bilije moatte, dy kaem ynpleats oan it krús. Mar hy sei neat, hy jammere net, hy flokte net ienris. Noch hearde er yn syn earen it ‘Krúsigje him!’.. Syn beide maten.. Sa gyng it yn it libben. Hy koe it net helpe; hy hie der net om frege.... Doe smiet er de holle yn 'e nekke en sprong de treppen ôf; hy draefde suver oer it timpelplein. It jûchhei fan it folk en de wylde jubel fan de Galiléers wie it lêste dat er hearde. Hy wie al to fier om noch to hearren dat Pilatus it bifel joech om Jezus to giseljen....

* * *

Sa diene it folk fan Jeruzalem en har heechste liedslju dy Peaske-moarn de kar tusken Jezus Bar-Abbas en Jezus fan Nazareth. De heidenske lânfâld die al syn bêst om Jezus to rêdden, in heidenske frou siet om

him yn noed, mar it eigen folk hie gjin meilijen mei him. ‘Oan it krús mei him!’ Hwant hja woene wol in Messiaskening, mar dan ien sa't hja har sels úttocht hiene: in Messias, dy't de Romeinen forsloech en dy't op 'e troan fan David siet, mar net in Messias dy't stoar foar syn folk en dy't har sûnden droech.

En dêrom hiene se Bar-Abbas, de rebel, leaver as Jezus, de Soan fan God.

It fonnis
250

De giseling sa't de Heare Jezus dy ûndergean moast, wie in tige wrede en fornederjende straf; neffens it Romeinske rjocht koene allinne slaven en bûtenlanners der ta foroardiele wurde. De gisel dêr't mei slein waerd wie in koarte stok mei in mannich lange, tinne rimen, dêr't faek noch skerpe stikjes koper of izer oan sieten en dy't freeslike wounen makken. Fan âlds stiene der fjirtich slaggen foar, mar letter wie it wenst wurden om mei njoggen en tritich op to hâlden; fansels makke dat gjin forskil: it barde likegoed noch wol, dat de foroardielde de fûle pinen net drage koe en ûnder de hannen fan syn beulen stoar.

Dat it wie gjin wûnder dat Pilatus al syn bêst dien hie om Jezus frij to krijen, to-mear net, om't er mar al to goed wist, hoe wreed syn soldaten wiene. Al de soldaten dy't hy ûnder him hie, wiene Syriërs en hja stiene der foar bikend, dat hja de Joaden op it fûlst haten. It soe har in freugde wêze in Joad to giseljen, binammen as dy Joad dan ek noch in Messiaskening en dus in rebel wie. It wie wol earder bard, dat de iene of oare rebel him útjoech foar de Messias en altyd roun dat út op in wylde oanfal op it garnisoen fan Antonia, dat it altyd earst ûntjilde moast. Dat hja hiene in bittere wrok op alle Seloten en op elk, dy't him Messias neamde, en dat soene se fêst op Jezus forhelje. En sels Pilatus, de lânfâld, koe dêr neat oan foroarje: it wie nou ienris soldate-rjocht dat hja in misdiediger dy't gisele wurde moast, mishannelje en pleagje mochten. Dat Jezus gjin misdiediger wie en gjin kwea dien hie, dat koene dy Syriërs fansels net witte. Nammers, as hja it al witten hiene, dan soene se him likemin ûntsjoen ha.

Doe't Pilatus Jezus oerjown hie oan 'e centurio, kaem de hiele kohorte yn it rjochthûs gear; dit lieten se har net ûntkomme: it kaem har net alle dagen oer, dat hja in Messiaskening to giseljen hiene. Spitich, dat er sa stil wie en sa geduldich: sels doe't hja him de klean útteagen en him bounen oan 'e giselpeal, kaem der gjin wurd oer syn lippen. Mar dat kaem noch wol: hja hiene noch noait ien meimakke dy't gisele waerd, dy't net jammere of flokte.

In soldaet kaem nei foaren, de gisel yn 'e sterke fûst. Doe't de centurio de hân opstiek, sloech er út alle macht. De Heare Jezus kromp yninoar, mar hy joech gjin lûd, ek net doe't al mear slaggen foelen en doe't de soldaet de wrede rimen al djipper troch de iepene wounen helle. Hy wist dat er dit drage moast, net om't er skuldich wie, mar allinne om't er de sûnden droech fan syn folk. Pilatus hie it rjocht net om him to kastijen, hy hie neat tsjin de wetten fan Rome dien, mar lykwols wie it rjocht dat er lije moast: syn Heil yn 'e himel strafte oan him de sûnden fan Syn bern. En dat joech him moed om alles to dragen, hoe swier it ek wêze mocht, hwant sa allinne koe er har forlosse út 'e macht fan Satan. En doe't op it lêst syn rêch ien rauwe, iepene woune wie, doe't er hast net mear stean koe en yn 'e touwen hong, doe tocht er oan 'e Skriften, dy't fol wiene fan him en dy't ek fan dit lijen sprutsen hiene. ‘Ploegers hawwe my de rêch to-ploege; hja hawwe lange fuorgen lutsen....’ Mar yn dyselde Skriften stie ek fan syn hearlikheit, dy't nou gau komme soe....

Doe't it oer wie, makken de soldaten him los. Hy koe hast net op syn fuotten stean, mar yn syn donkere, drôve eagen wie noch in frjemde, hege majesteit. It makke de

soldaten razend. Nou miende er noch, dy greatske Joad, dat er mear wie as har, nou woe er noch gjin mûle tsjin har iependwaen. Suver as wie er de Messiaskening en hie er de stins Antonia al nommen.... In moaije Messias, mei syn to-sleine rêch en it bloed, dat dripte dêr't er stie.... Mar hja wisten hwat betters foar him, hwat, dat better foege by syn hege steat!

Doe hellen se hastich in âlde, reade mantel op en sloegen dy om syn iepene rêch; in reidstôk twongen se him yn 'e hân, dat wie syn keningsskepter. Nou hie er al mear fan in kening, mar ien ding ûntbriek der noch oan: de oerwinningskrâns. Ien fan harren gyng it plein op en socht in pear tinne tûken; der sieten skerpe toarnen oan, mar dêr wie it dizkear net minder om. Hy frissele der hastich in soarte fan krânse fan en sette dy Jezus op. En laitsjend stiene se om him hinne en

rôpen: ‘Nou is er krekt de Messiaskening mei syn poarperen mantel en syn gouden skepter en mei de krânse fan 'e oerwinning om 'e sliepen.’ Hwa wist, as hja him dy nachts net ophelle hiene yn Gethsémané, hie er hjoed syn oanfal net dien! Dan hie er hjir miskien echt as oerwinner stien en hiene hja ynpleats bliede moatten! En spottend foelen se oan syn fuotten en heven smeekjend de hannen op: ‘Sparje ús, o kening en deadzje ús net!’

Ek dizze wrede spot droech Jezus swijend en mei great geduld. Hy fielde de smaed wol djip, dy't hja him oandiene, har sûnde wie him wol bitter leed, mar hy wie net lilk op har. As syn eigen folk him hate en him oan it krús ha woe, hwat koe men dan forwachtsje fan dizze heidenske Syriërs?

Sels de hurde soldaten fielden, dat dy swijende rabbi dêr foar har gjin gewoan minske wie en dat er fier boppe har stie, mar krekt dêrtroch waerd har grime noch helte greater. Wyld sprongen se op him ta en bigounen him to slaen en to stompen. Hja soene it him leare, dat er de striid *net* woun hie, dat hja nou de macht hiene en dat syn Messias-dreamen foargoed foarby wiene! Ut syn hillige hannen skuorden se de stôk en sloegen der him mei op 'e holle, dat de skerpe toarnen noch djipper yn syn sliepen krongen. It bloed roun yn tinne strepen by syn holle del. En al wylder, al wylder sloegen se....

* * *

Doe't hja al har grime en forachting útfierd hiene en neat mear bitinke koene, joech de centurio Jezus wer oer oan Pilatus. De lânfâld seach him oan. Hy hie yn syn libben al safolle sokke toanielen meimakke, dat er der net gau mear oars fan waerd, mar dit spiet him dochs. Dat dit nou krekt in ûnskuldige oerkomme moast! Bar-Abbas, dy hie it fortsjinne en dy wie nou frij en Jezus moast der foar bliede! Mar sa gyng it faek yn it libben. En hy hie genôch syn bêst dien om him frij to krijen. It wie allegearre de skuld fan dy Joaden....

En miskien wie dy wrede grap fan syn soldaten dochs noch earne goed foar. Hy soe Jezus it plein oer bringe litte, dat al it folk him sjen koe, sa yn it spotkleed, mei krâns en skepter. Har kening, dy't hja oerlevere hiene.... Dan soene se bigripe dat de soldaten yn Jezus *har* bispot hiene, *har* folk, *har* Messias-forwachting, *har* takomst en dan soene se ta ynkear komme en bliid wêze, dat er him frijliet. ‘Bring him nei bûten’, gebea er, ‘en set him foar dat folk.’

En wer forsinde Pilatus him; noch hie er net bigrepen hoe great har haet tsjin Jezus wie. Hy roun it plein oer en wylst er nei him wiisde, sei er: ‘Der is de minske dan!’ Hy hie it noch hast net sein, of it koar fan preesters en wachters bigoun op 'e nij: ‘Krusigje him! Krusigje him!’

En wanhopich sei Pilatus: ‘Ik haw jimme biskuldiging ûndersocht en ik haw yn dizze man neat foun, dat de dea-straf weardich is. Wol haw ik him giselje litten om hwat er dien hat, mar nou't er dy straf ûndergien hat, moat ik him frijlitte: nimmen kin twaris straft wurde foar itselde misdriuw. Dat as jimme miene, dat er oan it krús moat, nim him dan mei en oardielje him foar in oar, en slimmer, forgryp.’

De mannen fan it Sanhedrin hiene daliks it antwurd klear. ‘Dat *ha* wy al dien’. rôpen se. ‘Net om dat earste allinne ha wy him foroardiele - hoewol't ek dat slimmernôch wie! - mar ek om hwat oars, dat noch folle slimmer is: hy hat himsels de soan fan God neamd. Hwa't dat docht, set himsels boppe de keizer en is dus in gefaer foar de Steat. Dat nou hâlde wy jo oan jins wurd en forwachtsje, dat jo ek dizze nije oanklacht ûndersykje.’

Pilatus koe der net mear foar wei en op 'e nij joech er bifel om Jezus yn it rjochthûs to bringen. Nou bigoun alles wer fan foaren ôf! Wiene se him dan altyd oermânsk,

dy Joaden? Wie it dan dochs better, dat er him net oan har steurde en syn eigen wegen gyng? As er Jezus frij liet.... Mar hja wiene by steat en meitsje oproer. It koe net, op Peaske en mei dy krusiging! Hy moast har biprate, dat wie it iennichste middel! En earst moast er dizze twadde oanklacht ûndersykje.

Hy frege Jezus: ‘Is dat wier, dat jo Gods soan binne?’ Jezus hearde de fraech wol, mar antwurde net. Ungeduldich forfette Pilatus: ‘Binne jo dan net fan dizze ierde?’ Mar wer joech Jezus gjin antwurd. Wie it om't er op dizze fragen net antwurdzje woe? Of wie it om it bitter ûnrjocht, dat Pilatus him oandien hie? De lânfâld bigriep it net en forbaesd sei er: ‘Antwurdzje jo *my* net? Witte jo net, dat ik macht haw jo los to litten en macht om jo to foroardieljen?’ Doe iepene Jezus de mûle en spriek: ‘It is wier, dat jo macht oer my hawwe, mar dy macht is jo fan boppen jown en dêrom sille jo ien kear rekkenskip jaen moatte fan hwat jo dien hawwe. Mar it is wier, dat jo net fan dy dingen ôfwitte, dat dy't my oan jo oerleverje, dy hawwe greater skuld.’

Dit wurd fan Jezus naem Pilatus him tige nei. As dat nou ris sa wie, dat dizze rabbi net fan 'e ierde wie, mar ‘fan boppen’? Hy huvere. Soe dan dy wrede giseling en de hún fan syn soldaten noch ris oan him thús-socht wurde?.... Dat brief fan syn frou.... Doe sette er syn eangst fan him ôf. Sok ding moast men net oan ta-jaen. Hy moast oan syn rjochterswurk tinke!

Ien ding stie dan nou wol fêst: dizze rabbi wie gjin rebel. Hy joech ta, dat hy, Pilatus, macht oer him hie

en dat dy macht him fan boppen jown wie! Soks soe in man as Bar-Abbas net sein ha! Mei greate stappen roun er nei bûten. ‘Ik haw him op 'e nij ûnderfrege, mar ik wit nou, dat er net skuldich is: hy stimt it rjocht fan 'e keizer mei!’

De Sanhedristen woene al wer bigjinne to roppen, mar hy wonk, dat hja stil wêze moasten. Hy woe noch ien kear bisykje om har op oare gedachten to bringen en hy pleite foar Jezus sa goed as er koe. It gyng him net alderearst om it rjocht, mar hy doarst Jezus net los to litten en hy doarst him net to foroardieljen en dêrom smeke er har hast om har biskuldiging werom to nimmen. Nou like er neat mear op de hege, strange rjochter, dy't er oars sa graech wêze woe; hy bistelde net mear it rjocht, mar hy biddele om gunsten. En noch woe er net ynsjen, dat er de slach yn it foar al forlern hie.

Hwant de oerpreesters en de Farizeën bigriepen mar al to goed, dat Pilatus bang wie en dat er by einsluten dochs har sin dwaen soe. Hy woe Jezus los litte, mar hy doarst it net troch to setten! En wer stieken se de koppen byinoar. Der wie nou genôch tiid forpraten; as de lânfâld nou noch net it fonnis ûtsprekke doarst, dan wisten se wol better rie. En lûd rôpen se: ‘Jo binne in Romein en jo hawwe gjin forstân fan sokke dingen. As earne in Gryk of in heech Romein himsels “de soan-fan-god” neamt, dan is dat net slim en nimmen sil der oanstjit oan nimme: it bitsjut allinne mar, dat er yn bysûndere sin in gunstling is fan 'e goaden. Mar as in Joad fan himsels seit, dat er de Soan fan God is, dan is dat hwat oars. Dizze forlieder mient dat er sels God is en dat er ien kear wêze sil de kening fan himel en ierde; hy set himsels boppe alle macht op ierde en ek boppe de keizer. Dêrom steane wy hjir en dêrom hâlde wy fol, dat er steatsgefaerlik is, mear as alle rebellen meiïnoar. Wy nimme it jo net kwea ôf, dat jo dat daliks net bigriepen, jo binne nou ienris gjin Joad, mar nou't wy it útlein hawwe, nou sille jo der mei rekkenje moatte! As jo nou dy Nazarener dochs noch los litte, dan is it dúdlik, dat jo net foar de keizer opkomme en dan sille wy soargje, dat de keizer it heart!’

Pilatus waerd noch banger by dizze driigjende wurden. As hja de keizer oanpraeten, dat er in tige gefaerlik rebel de frijheit jown hie, tsjin de rie fan it Sanhedrin yn, dan wie er forlern; Tiberius wie dochs al sa mistrouwich en tocht altyd it slimste fan syn tsjinners. As er nou trochsette en Jezus losliet, dan forlear er syn amt en miskien syn libben. It wie net to weagjen; hy soe dy Joaden har sin jaen moatte. It muoide him om Jezus, mar elk wie him sels it neist....

En wer naem er it wurd en spriek: ‘Nou't jim my útlein hawwe, hwat dizze minske bidoelde mei dat sizzen dat er de Soan fan God is, nou kin ik my bigripe, dat jim him foroardiele hawwe; ik bin ré om jimme fonnis to bikrêftigjen en om it daliks út to fieren. As jimme dan mar goed bigripe, dat ik sels him net foroardielje soe: neffens ús wetten is er net de dea skuldich....’ Doe joech er bifel oan syn slaven, dat hja de rjochterstoel bûten bringe moasten en in skael mei wetter.

* * *

Foar it lêst dizze freeslike dei stie Jezus foar Pilatus. Hy wie deadlik-wurch nei in lange nacht sûnder sliep en nei alles dat er útstien hie, mar hy klage net. Hwat Pilatus nou dwaen soe, wie in greate sûnde, mar it moast sa komme. Hy seach nei de lânfâld en yn syn eagen wie in stil forwyt, mar ek in great en godlik geduld. Noch ien kear fleach it Pilatus oan en bitter sei er: ‘Dus, jim wolle, dat ik jim kening krusigje?’ Forgrime rôpen de mannen fan it Sanhedrin: ‘Hy is ús kening net; wy hawwe mar ien kening: de keizer!’ Doe earst bigriep de lânfâld hoe great har hate wie. Ear't in Joad sokke dingen sei.... Yn elk gefal soe er dit ûnthâlde!

Hy riisde oerein en wonk de slaef, dy't it wetter droech. Plechtich, dat elk op it plein it sjen koe, bigoun er syn hannen to waskjen; doe sprinkele er it wetter oer har hinne yn fine drippen: oer de oerpreesters, oer de Farizeën, oer de timpelwachters en it folk fan Jeruzalem. Hja bigriepen daliks hwat er bidoelde mei dy séremony: hy wosk de skuld fan Jezus' bloed fan syn hannen ôf en lei it ynpleats op har. It folk, dat earst mei it Sanhedrin roppen hie dat Jezus oan it krús moast, waerd der suver stil fan. Allinne de oerpreesters en har oanhing foroaren der har net om. Hwat koe har it bloed fan de Galiléer skele? As er mar oan it krús kaem, as hja him mar hingjen sjen koene, dan wie alles har fierder goed. Hja hearden Pilatus sizzen: ‘Ik haw gjin skuld oan it bloed fan dizze rjochtfeardige!’ Mar dêr woene se net oer stride mei sa'n heiden! En út alle macht rôpen se: ‘Syn bloed mei oer ús komme en oer ús bern!’

Doe gyng Pilatus sitten yn 'e rjochterstoel en yn 'e namme fan keizer Tiberius foroardiele er Jezus fan Nazareth om krusige to wurden.

* * *

Hy wist sels net hwat er dien hie, doe't er it fonnis sei. Dat er in ûnskuldige foroardiele hie ta in wrede dea, dat wist er wol, mar dat dizze rabbi út Galiléa de kening wie fan himel en ierde, de Soan fan God, dat bigriep er net. It kaem ek net by him op, dat it fonnis dat er dizze dei sprutsen hie, syn bitsjutting hawwe soe foar alle ieuwen, dat alles hwat er nou fierder noch dwaen soe, elk bislút dat er nimme soe, elk

fonnis dat er wize soe, fan gjin bilang wêze soe by dit oardiel oer Jezus Kristus.

De mannen fan it Sanhedrin, dy't ta it folk fan Israël hearden en dy't de Skriften koene, dy hiene it witte kinnen, mar dy *woene* it net leauwe en bihurden willemoeds har hert. ‘Syn bloed mei oer ús komme en oer ús bern’, hiene se roppen. En mannich-ien fan dy't hjir stiene, soene it noch bilibje dat it oardiel kaem oer stêd en timpel. Hja hiene Pilatus twongen om Jezus to krusigjen - der soe in tiid komme, dat der om Jeruzalem in haech fan krusen stean soe. En dan, yn dy greate need, soene de mannen fan it Sanhedrin en it folk fan Israël noch ris komme to tinken oan dit skriklik wurd....

Via Dolorosa
251

It wie de moarns om seis ûre hinne dat it Sanhedrin foar it earst mei Jezus by Pilatus kaem; doe't hja him fuortbrochten om krusige to wurden, wie it likernôch njoggen ûre. En ek op dizze ‘Via Dolorosa’, dizze lijenswei troch de stêd Jeruzalem, waerd der him neat bisparre.

Hja lieten Jezus rinne tusken de beide rebellen, dy't mei him krusige wurde moasten, dat elk dy't him seach wol tinke moast, dat er in misdiediger wie en ta alle kwea by steat. Dizze beide maten fan Bar-Abbas hiene by in oproer in moart dien en neffens de wet fan Rome hiene se in wrede dea fortsjinne, mar hy wie ûnskuldich en hie him noait mei de Seloten ôfjown. Dat er nou dochs tusken dy beide moardners rinne moast en dat er tusken har hingje soe, dat moast foar him in bittere smaed wêze.

* * *

It wie wenst, dat de foroardielden op wei nei it straf-plak in buordtsje om 'e hals droegen, dêr't har misdied yn it koart op oanjown wie; letter waerd it dan op 'e krúspeal spikere, dat elk dy't foarbykaem daliks sjen koe om hokker kwea de kruseling stjerre moast. By de beide rebellen koe it mei ien wurd ta: ‘Lestes’; dat bigriep doe elk dy't lêze koe, mar dat fan Jezus stie mei greate letters op: ‘Kening fan 'e Joaden.’ Pilatus hie it der mei opset sin yn trije talen op sette litten: yn it Hébrieusk, it Gryksk en it Latyn.

De mannen fan it Sanhedrin wiene razend, doe't hja Jezus mei dat buordtsje seagen en gyngen daliks nei Pilatus ta. ‘Dat opskrift’, seine se, ‘dat komt net to pas: it is in hún foar ús lân en ús folk. Jo witte wol, dat er ús kening net is en dat er allinne mar *sein* hat, dat er de Messiaskening fan 'e Joaden is! Set der leaver op: “Kening fan 'e Rebellen”; dat is in titel dy't foeget foar ien, dy't tusken moardners hingje sil!’ Har protest hie net holpen: Pilatus hie dit opskrift krekt keazen om't er har *en* har folk bispotte woe en hy tocht der net oer om it to foroarjen. ‘Hwat ik skreaun haw, dat haw ik skreaun’, sei er koart, ‘en dat bliuwt der op stean.’ Sa bang as er de moarns by it forhoar foar har west hie, sa dryst wie er nou. Alleman mocht it witte, dat dit folk fan 'e Joaden syn eigen kening oan it krús brocht hie! It wie him noch net forgetten, dat de oerpreesters roppen hiene: ‘Wy hawwe oars gjin kening as de keizer.’ De mannen fan it Sanhedrin hiene der net fierder op oan stien: hwat koe har de spot fan Pilatus skele, as er har sin mar die en de Nazarener krusige!

Dat dizze wurden ek tagelyk in fornedering wiene foar Jezus, dat kaem net iens by Pilatus op. Hwant it wie wol wier, dat Jezus de Messiaskening fan 'e Joaden wie, mar hy wie it yn in oare, djipper, sin as Pilatus en it Sanhedrin it bidoelden. Krekt yn dizze nacht, yn it hûs fan Kajafas, hie er har al syn hearlikheit iepenbiere; dat hja

him lykwols forwurpen hiene en him gelykstelden mei de earste de bêste rebel, dat wie him in djippe fornedering.

Mar slimmer noch as dat plak tusken de moardners en slimmer as dat húnjend opskrift, wie it dat er sels de krúsbalke drage moast. Op 'e heuvel Golgotha, net fier fan 'e muorre fan 'e stêd, stiene de peallen al yn 'e groun; allinne de swiere dwersbalke moasten de foroardielden sels drage. Gjin Romein, sels in gewoan soldaet net, koe twongen wurde om it krús foar in finzene to dragen: it wie slave-wurk, lyk as de krús-dea fan âlds in straf foar slaven wie. Mar mear noch as foar in Romein wie it dragen fan it krús in skande foar in Joad. Neffens de wet fan Mozes wie elk, dy't kaem to hingjen oan in hout, fan God forflokt en wie ek elk, dy't it krúshout droech, in forflokte. Hoe djip moast dan de Heare Jezus de smaed net fiele, doe't hja de balke leine op syn hillige skouders, hy dy't ek in Joad wie en in Soan-fan-'e-wet.

Mar ek nou droech er syn leed mei great geduld: om syn folk frij to meitsjen fan 'e flok, woe hy, ûnskul-

dich, it flokhout drage. Ien kear, by de Jordaen, wie de Hillige Geast op him kommen as in wite dou - nou, mei de balke fan it krús, kaem de flok fan God op him. Dizze iene, skriklike dei soe de Heit yn 'e himel him net leaf hawwe en soe Syn gleone grime tsjin him baerne.

Dat alles bitsjutte it krús-hout foar Jezus en dêrom foaral foel it him sa ûneinich swier. It wie ek tagelyk in marteling foar syn lichem. Swier woech de balke op syn skouder en by elke stap skuorden de pinen troch syn iepene rêch. Hy koe hast net mear rinne en oan-ien-wei stroffele er ûnder de swiere lêst. Mar ek yn dit ûndraechlik lijen tocht er net allinne om him sels, mar hie er noch meilijen mei oaren en mei it folk fan Jeruzalem.

* * *

Der roun in sterke macht soldaten foar en efter de trije kruselingen en fierder folge har in greate skare folk. Net fier fan 'e poarte ôf kamen in mannich froulju op 'e finzenen ta. It folk makke earbiedich romte en sels de soldaten lieten har troch: dizze ‘dochters fan Jeruzalem’ wiene rike en forname froulju, dy't der folle wurk fan makken om de earmen to helpen en de illindigen to treasten. Nou hiene se heard dat de rabbi fan Nazareth foroardiele wie en dat er hingje soe oan it krús, dat ornearre wie foar Bar-Abbas en yn alle haest wiene se kommen om him to treasten op syn lêste, swiere gong. Hja wisten mar al to goed, dat hja him net helpe koene - allinne in krûk mei myrrhe-wyn hiene se nei it straf-plak bringe litten, om de alderslimste pinen to fordôvjen - mar in inkeld wurd fan treast en har waerme triennen soene him wis goed dwaen....

Mar doe't hja him seagen, sa deadlik-wurch en wankeljend ûnder it krús, doe koene se gjin wurden mear fine. Wie dit deselde rabbi, dy't noch gjin wike lyn syn keninklike yntocht hâlden hie? Doe hiene de mannen fan Jeruzalem him hulde dien en palmtûken struid op syn wei, nou gyngen se de poarte út om him hingjen to sjen oan it krús. O God, hoe djip koe in minske falle! En hy wie noch sa jong en sa goed en hy hie sa folle minsken holpen en nou moast er stjerre yn 'e bloei fan syn jierren. Doe sloegen se har sels op it boarst en brieken út yn lûde jammerklachten.

De Heare Jezus wist, dat hja it goed mienden en by alle hún fan 'e Sanhedristen en fan 'e soldaten die har meilijen him goed. Mar dochs koe er dizze treast en dizze triennen net oannimme. As hja skriemd hiene om it ûnrjocht, dat him oandien waerd, om de sûnden fan dit folk en om har eigen kwea, dan hie it oars west. Mar nou gûlden se om syn dea, om de pinen dy't er útstean moast, om syn mislearre libben. Mar syn libben wie net mislearre; mei dizze pinen kocht er syn folk it ivich heil; syn dea wie de oerwinning op Satan! Né, hja koene allinne mar om him skrieme, om't hja neat fan him bigriepen, fan syn Messiasskip net en fan syn offerdea net, om 't hja net yn him leauden en him net oannamen as har Heilân en Hear. En drôvich spriek er: ‘Jimme dochters fan Jeruzalem, skriem net om my, mar skriem leaver om jimsels en om jimme bern. Hwant der komme dagen, sa swier fan leed, dat jim winskje sille, dat jim noait bern hawn hiene.... Dan sil it folk fan Jeruzalem sizze tsjin 'e bergen: Fal op ús! en tsjin 'e heuvels: Bidek ús!; sa swier sil dy fordrukking wêze. Hwant as hja dit my, it griene hout, oandogge, hwat sille se dan it deade hout net dwaen?’

Sa wie Jezus op syn wei nei it krús noch foar it lêst de profeet, dy't it oardiel oankundige oer de stêd dy't him forwurpen hie....

* * *

En nou wiene se bûten de poarte en Jezus koe hast net mear. De centurio seach, dat er it bistjerre soe, as er noch langer dy swiere balke droech. Hy seach alle kanten út. As er in boarger fan Jeruzalem twong ta dit fornederjend wurk, dan koe der in hiele opskuor út fuortkomme. Men moast altyd oeral om tinke mei dit Joade-folk!

En dêrmei kaem der in man it fjild út wei op 'e poarte ta. Men koe skoan sjen dat it in Joad wie, mar oan syn klean to sjen, kaem er út in frjemd lân. Dit wie to weagjen. Hy wonk en in pear soldaten brochten de man foar him. Koart ûnderfrege er him. Dus, hy kaem út Noard-Afrika, út 'e stêd Cyrene en hy wie to Jeruzalem om it Peaske to fieren? It spiet him, mar hy, de centurio, hie wurk foar him: hy moast de krúsbalke drage foar de middelste kruseling.

Simon fan Cyrene wist net hwat er hearde. Dit koene se him dochs fêst net oplizze? Hy wie in frij man en as er dit flokhout droech, koe er gjin Peaske hâlde! De centurio lake. Dat Peaske, dat koe wol in jier wachtsje en dizze balke net! De soldaten pakten him beet en twongen him it krús op to nimmen. En spottend seine se, dat er neat to kleijen hie. It wie de earste de bêste net, dêr't er it krús foar droech! Hy koe dochs fêst wol lêze, hwat der op dat buordtsje stie? ‘Kening fan 'e Joaden.’ Hy woe dochs net ûntstride, dat de kening fan 'e Joaden it rjocht hie en foarderje in Joad ta syn tsjinst? En as er it net dwaen woe.... Hja taestten nei it swurd.

Doe skikte Simon him en suchtsjend droech er it krús achter Jezus oan. Nou wie er ûnrein en de flok fan God rêstte op him en hwa wist hoefolle offers er bringe moast ear't er wer rein wie? Hy wist net hwer't er dit oan fortsjinne hie. Hy wie bliid, doe't

hja op 'e heuvel Golgotha wiene en hy de balke delsmite koe....

* * *

Gâns jierren letter wennen der to Rome twa soannen fan dizze selde Simon; it wiene twa discipelen fan Jezus dy't om har leauwe en trou bikend wiene ek by de oare gemeenten. Dat it is bêst mooglik, dat ek har heit in lid west hat fan Kristus' gemeente en as dat sa is, dan sil er letter fêst bliid west hawwe dat er doe dy Peaskemoarn it krús drage mocht achter Jezus oan.

Golgotha
252

It wie net tafallich dat Pilatus foar dizze krusiging-op-Peaske de heuvel Golgotha oanwiisd hie: sok in wrede straf-oefening, founen de Romeinen, moasten alle minsken sjen kinne en dit plak wie flak by de stêd en oan 'e greate wei nei it Noarden. Tige heech wie de heuvel net, mar dochs ek wer hegernôch, dat elk fan 'e wei ôf de kruselingen hingjen sjen koe, sels al stie der gâns in kloft folk om hinne. It spriek fansels dat it strafplak ôfset wie mei in sterke ôfdieling soldaten en dat nimmen by de krusen komme mocht, salang't de foroardielden noch libben. En dat koe soms tige lang duorje: der wiene gefallen bikend, dat hja twa of trije dagen hongen to stjerren.

Ek de fjouwer soldaten dy't Jezus en de beide moardners oan it krús slaen moasten, mochten net earder fuort. It wie in lange, forfeelsume wacht yn 'e gleone sinne, mar fan tiid ta tiid koene se har fansels formeitsje mei dy rebellen oan it krús. It wie bygelyks, as hja forlegen wiene fan toarst en om drinken rôpen, in prachtige grap om har in spûns foar to hâlden, net mei wetter, mar mei skerpe, bitende jittik; hja hiene in krûkfol meinommen, hwant dy jittik koe ek skoan brûkt wurde om de wounen mei yn to rossen as op it lange lêst de fûle pinen hwat bikamen. Né, dizze fjouwer Syriërs wisten wol, hoe't it by in krusiging hearde en fan meilijen hiene se wier gjin lêst.

En net allinne, dat alles der op birekkene wie om de foroardielden sa folle leed to dwaen as it koe en har straf sa lang mooglik to rekken, mar de krusiging wie ek in greate skande en ek dat moasten se goed fiele. Dêrom wie it wenst dat hja neaken oan it krús hongen: gjin smelle doek iens mochten se hâlde om har neakenens to bidekken. De klean dy't har ôfnommen waerden, forfoelen oan 'e krússoldaten....

* * *

En nou foel ek de Heare Jezus ûnder dit smaedlik oardiel. Wreed skuorden se him de klean fan 'e iepene rêch en sa stie er dêr, neaken en bleat foar al it folk. Ek dizze skande droech er sûnder in inkelde klacht. Ien kear, doe't Adam en Eva fordreaun waerden út it Paradys, hie God har yn Syn barmhertigens mei fellen fan bisten klaeid - nou liet Er ta, dat Syn Soan gjin klean mear hie om syn neakenens to bidekken.

Doe namen se him en brochten him by it krús, dêr't nou de dwersbalke oan spikere wie. Ien fan harren hâldde him de myrrhe-wyn foar, dy't de froulju jown hiene; hy roerde it oan mei syn lippen en skodholle; yn dizze ûre, nou't er de sûnden droech fan syn folk, mocht er him net bidwelmje litte. Net dat in slok fan 'e bittere drank alle pine weinimme koe, mar ek de lytste forlichting woe er net oannimme.

De soldaten wisten net hwat hja der oan hiene. Dat hiene se noch noait mei makke, dat in kruseling de wyn net ha woe. It wie har goed; hy moast it sels witte,

dy frjemde rabbi. En dêrmei sloegen se him in tou om it boarst en ûnder de earmen troch; de beide einen smieten se oer de dwersbalke en sa lutsen se him omheech, tsjin de krúspeal op. Syn bleate rêch skaefde tsjin it rûge hout, de pine wie hast net to dragen, mar hy joech gjin lûd. In twadde tou waerd om syn mul en skonken wuolle en sa hong er tusken himel en ierde - hy dy't de Soan fan God en de Kening fan ierde en himel wie. En doe kaem it alderslimste: hja rutsen syn earmen út en sloegen de lange spikers yn it hurde hout; ek syn fuotten spikeren se fêst oan 'e peal. Dy fuotten hiene roun oer de wegen fan Israël, troch de stêdden en doarpen fan Galiléa, de strjitten fan Jeruzalem lâns en oer it timpelplein; mei dy hannen hie er it brea yn 'e steppe brutsen, hie er melaetsken reinige en de lytse berntsjes seinge, en dizze spikers wiene alles hwat syn folk foar him oer hie. Dat selde folk dat foar in dei-of-hwat ‘Hosannah’ rôp....

Mar ek nou, yn dizze helske pinen, tocht Jezus net oan himsels en lôge syn grime net op tsjin syn pinigers. Hwat hja him oandiene, dat wie sa skriklik, dat Gods grime wol tsjin har losbrekke moast, tsjin dizze wylde Syriërs, tsjin 'e Sanhedristen, tsjin it folk dêrûnder. Mar noch wie it foar har de tiid fan genede, noch hie

er har net foargoed oan 'e Satan oerjown, lyk as er dien hie mei Judas. En wylst de hammerslaggen foelen en de pinen skuorden troch al syn lea, rôp er: ‘Heit, forjow it harren, hwant hja witte net hwat hja dogge.’ Sa wie it earste wurd dat er sei oan it krús in gebet foar syn fijannen....

* * *

Nou hongen se alle trije, de beide moardners, en Jezus tusken har yn en op 'e heuvel sieten de fjouwer krússoldaten. Tusken harren yn lei de lyfdracht fan 'e kruselingen; al mei al wie it net folle; hja soene der wis net ryk fan wurde as hja it forkochten yn 'e stêd. Sa goed as hja koene, hiene se alles yn fjouweren dield, mar ien stik wie der noch oer: it wite ûnderkleed fan Jezus. It siet nou ûnder it bloed, mar it wie klear to sjen, dat it weefd wie fan it bêste linnen en alhiel sûnder naed. It soe in griis wêze en skuor it yn fjouweren en ien rôp laitsjend: ‘Lit ús dit heel hâlde en der om lotsje hwa't it ha sil!’ Doe namen se de dobbelstiennen en wurpen it lot oer de wite liifrok. En boppe har tocht Jezus oan dat wurd út 'e psalmen: ‘Hja hawwe myn klean ûnderinoar fordield en hja hawwe om myn liifdracht lotte.’ Hwant it wie syn skande, dat er hjir neaken hingje moast foar it each fan 'e minsken - it wie tagelyk syn eare, dat er yn alles Gods wollen die en dat elk wurd yn forfolling gean soe, dat oait oer him sprutsen wie.

* * *

Oan 'e foet fan 'e heuvel, sa ticht by it krús as it mei mooglikheit koe, stiene de mannen fan it Sanhedrin en rieken de hals om mar neat to missen fan Jezus' lijen. In wrede, ûnhillige freugde blonk yn har eagen en sels nou't er dêr machteleas hong, de wrede spikers troch hannen en fuotten, koene se him noch net mei rêst litte. Noch wie it har yn 'e wei, dat er sa moedich syn lijen droech, dat er net klage en jammere en syn beulen net flokte, dat er ynpleats foar har bidden hie. Hoe bitocht er it, dy forlieder! Hoe soe de Almachtige oait it bidden hearre fan ien, dy't oan it flokhout hong? Nou wisten se fêst, dat er de Messias net wêze koe. In Messiaskening dy't stoar - it soe kinne, as God him dan daliks wer út 'e deaden opwekke! - mar noait, noait koe de Kristus hingje oan in krús!

En húnjend rôpen se: ‘Oaren hat er forlost, mar himsels kin er net forlosse! Hy mient dat er de Messiaskening fan Israël is? Lit him dan fan it krús ôfkomme en wy sille yn him leauwe!’ It kaem net yn har op, dat dy bittere spot foar Jezus in swiere forsiking wie. Hy *koe* fan it krús ôfkomme, hy *koe* in ein meitsje oan syn lijen, mar hy mocht it net dwaen en hy woe it net. En wer spotten se: ‘Hy hat op God bitroud, lit Dy him nou forlosse as er wier Gods Soan is.’

Ek it folk dat meigien wie nei Golgotha en de minsken dy't de wei lâns kamen, bigounen him to lasterjen. Forachtlik skodden se mei de holle en seine: ‘Dû soest' de timpel ôfbrekke en yn trije dagen wer opbouwe? Forlos dan dysels en kom fan it krús ôf, astû sa machtich bist!’ Mar hoe't hja him ek hunen, de Heare Jezus antwurde net op har bittere spot en hy sei sels neat, doe't ek ien fan 'e moardners mei bigoun.

Mar net allinne fijannen wiene meigien nei Golgotha: der stiene ek fan syn freonen by it krús en fan syn neiste sibben. De discipel Johannes wie der en forskate froulju, dy't Jezus folge wiene út Galiléa wei. En njonken Johannes, sa ticht by it krús as it om 'e soldaten koe, stie Maria, de mem fan Jezus.

It wie wol in swiere dei foar har, by it krús fan har eigen soan. Hja hie alles wol jaen wollen, as hja him helpe koe, mar hjir stie se, machteleas, en koe gjin wurden

fine om him to treasten. Lange jierren lyn, doe't hja mei it bern Jezus yn 'e timpel wie, hie de âlde Simeon profetearre, dat der in swurd troch har siele gean soe - hjoed kaem se oan dat wurd to tinken. En it wie net allinne om 'e pinen dy't er útstean moast, net allinne om dy wrede spikers troch syn hannen en fuotten, dat hja bittere triennen skriemde, it wie noch it meast om syn wurk, dat mislearre wie, om har bitrouwen yn him, dat dizze dei to skande makke waerd. Noait koene har moaije dreamen mear wier wurde, noait soe har soan op 'e troan fan David sitte, noait soe er syn folk forlosse fan 'e fijannen! En hja hie dochs sa fêst yn him leaud!

En wer moast se tinke oan dy dei doe't hja mei syn bruorren gien wie om him op to heljen en mei gewelt nei hûs to bringen. Hja hiene har oanpraet, dat it noait hwat mei him wurde koe, dat er mei syn skerpe reden de lieders fan it folk forbittere, dyselde lieders dy't er letter brûke moast. It waerd heech tiid dat der in ein kaem oan dy dwylsin en dat er him hwat achterúthâldde. As hja der net in ein oan makken, dan roun it út op skea en skande, foar him, mar ek foar de hiele famylje. Doe hie se it ear der nei hingje litten en wie mei gien, mar letter hie it har spiten.

O, en nou kaem it dochs noch op har sizzen út: nou hong Jezus oan it flokhout en nou wiene har soannen forgrime op him. Hja woene net mei har nei Golgotha. Noait doarsten se de holle wer opstekke, altyd soene de minsken der har op oansjen, dat hja in broer hawn hiene, dy't stoarn wie oan it krús. En as er dan om har neat litte woe, hie er dan net om syn mem tinke moatten en om 'e namme fan Jozef, syn forstoarne heit? Né, hja woene dêr net foar spot stean ûnder it krús en Maria moast wol witte hwat hja die!

Fansels wie se dochs gien. Hja koe der net tsjin ynlizze hwat har greate soannen seine, mar ien ding wist se fêst: yn dizze ûre wie har plak by Jezus. As hiel it folk him hate en as de lieders fan Israël him bispotten, soe dan syn eigen mem him forlitte? Al soe se it bistjerre, dan noch woe se by him wêze yn syn lijen! As Jozef noch libbe hie, dan wie dy fêst mei har gien, mar nou gyng se ynpleats mei Johannes.

En lang stiene se dêr, earst op in ôfstân en letter, doe't it measte folk fuortgien wie, tichter by it krús. Hja wist sels net hoe't se it úthâlde koe, mar it wie oft God har krêft joech om alles to dragen. En dat Johannes by har stie, dat wie in treast by al dit leed. Hy hâldde sa folle fan Jezus en hy wie ek noch út 'e famylje: in soan fan har suster Salomé. Net ien dy't fêster leaude, dat Jezus de Messiaskening fan Israël wie, as Johannes en syn broer Jacobus; har mem hie noch frege oft hja ien kear op twa troanen sitte mochten, elk oan in kant fan Jezus.... O God, en ynpleats dat er sitte soe op in keningstroan, hong er nou oan it krús. En wer skriemde se bitter oan Johannes' skouder.

De Heare Jezus hie har stean sjoen, syn mem en syn bêste freon, en midden yn alle pine en binaudens tocht er om har. Hy wie bliid dat hja kommen wiene, en him oan 'e ein ta leaf hiene. Yn dizze swiere dagen koene se elkoar noch treaste en by Johannes soe Maria it better hawwe as by har eigen soannen, dy't mei har ûnleauwe har lijen noch swierder makken. Hy soe it sizze, mar it praten foel him tige swier; hy koe mei gjin mooglikheit alles útlizze. Doe seach er Maria oan en spriek: ‘Frou, sjoch jins soan!’ en tsjin Johannes sei er: ‘Soan, sjoch dyn mem!’

Mei de eagen fol triennen seach Maria nei him op. Hy moast har wol tige leaf ha, dat er midden yn 'e pinen noch om har tinke koe. Né, nou wie it net slim, dat er har ‘frou’ neamde; hy sels koe ommers har soan net mear wêze, nou't er stjerre moast en rêste yn it donker grêf, mar yn Johannes joech er har in soan werom, in soan dy't ien mei har wie yn syn leafde foar Jezus. Hja seach Johannes oan en glimke troch har triennen; hy knikte har ta. Hja bliuwen by it krús, ek al moast it noch ûren en ûren duorje, mar joun, as alles foarby wie, dan gyng se mei Johannes nei hûs.

* * *

Ien kear, op 'e berch fan 'e forhearliking, hie de discipel Johannes syn Master sjoen tusken Mozes en Elia yn; nou, op 'e heuvel Golgotha, seach er him hingjen tusken de moardners. It wie bidoeld om him op it djipst to fornederjen, en it wie ek in skande foar him, dy't sels ûnskuldich wie, mar tagelyk wie it ek in teken fan syn genede. Dat hy de lêste ûren fan syn ierdske libben by de misdiedigers wêze woe, dat er mei ien fan har prate woe, en him oannimme ta syn bern, dat is in djippe treast foar elk, dy't mei syn skuld en sûnde ta Jezus gean wol.

De beide rebellen hiene op 'e wei nei Golgotha en yn de ûren, dat hja njonken him hongen, faek oan Jezus tocht. In man dy't sa geduldich syn lijen droech, dy't net flokte, mar foar syn beulen bea, dat koe gjin gewoan man wêze. Sels de myrrhewyn, dêr't hja sa djip fan dronken hiene, hie hy wegere en yn dizze helske pinen tocht er aloan oan oaren. Wis, hja hiene genôch oan har sels, dy twa banditen-oan-it-krús, mar dochs moasten se iderkear wer oan dy oare tinke. Allinne, hja tochten net gelyk oer him....

De iene koe it mar net goed krije hwat Jezus die en hy tocht himsels oan ienwei lilker. Wie dat nou in Messiaskening, dy't dêr sa stom en swijend hong, en dy't syn beulen net iens flokke doarst? Gjin forkeard wurd wie der oer syn lippen kommen en ynpleats hie er foar syn fijannen bidden. As dat in kening wie! En as er net kinnen hie, as er syn bêst dien hie en it wie him mislearre, dat koe men bigripe, mar hy hie it net iens bisocht! Nei de yntocht dy Sneins hie er gjin oanfal weage op 'e stins. Hie

er it mar dien! As er wollen hie, hy, dy't blinen de eagen iepene en de deaden it libben joech, dan hie er nou as oerwinner troane yn 'e stins en dan hiene hja hjir net hongen oan dat forflokte hout; dan hiene se nou syn trouwe tsjinners west en soene se ré wêze om him oeral to folgjen.... Doarst er net? Mar lef koe er net wêze, as er sa syn lijen droech. Woe er dan net? Mar as er dan net trochsette woe oan 'e ein ta, hwerom wie er dan bigoun? Hwat sin hie it en meitsje de grime geande fan it Sanhedrin, as er dochs net tsjin har opstean woe?

‘Kening fan 'e Joaden’, stie der op it buordsje boppe syn holle. Dit wie him de kening wol! As er dan sa machtich wie, as er wûnders dwaen koe, hwerom kaem er dan net fan it krús ôf? Hy makke mei de tonge syn droege lippen wiet. It foel net ta to praten oan it krús, mar hy *woe* hwat sizze, hy hâldde him net stil, hy soe it hearre, hwat er fan him tocht. En bitter sei er: ‘As jo dan de Kristus binne, forlos josels dan en ús!’

De twadde misdiediger hie ek faek om Jezus tocht, mar hy wie ta in hiel oar bislút kommen. Dat hja beiden oan it krús hongen, dat wie neffens de wet fan Rome: bloed foar bloed en siel foar siel, mar dizze middelste wie ûnskuldich. As der ien it rjocht hie om forgrime to wêzen en syn beulen to flokken, dan wie it dy rabbi, mar hy flokte net en droech syn lot geduldich. Sels de myrrhewyn woe er net hawwe! En dat er midden yn 'e pinen noch oan oaren tocht en foar syn beulen bidde koe, dat wie in klear biwiis, dat er mear wie as in minske. Mei de krúsbalke op it skouder tocht er net oan it lot dat him wachte, mar profetearre

er de ûndergong fan Jeruzalem. Kening wie er, mar syn keninkryk wie net fan dizze ierde. Hy leaude it.... Al hong er dan to stjerren oan in krús, al dripte it bloed út syn iepen wounen, hy moast in kening wêze. Ien kear, God yn 'e himel mocht witte hoe!, ien kear soe er ta syn keninkryk yngean, it keninkryk fan God! Dan soe er yn wierheit wêze, hwat de Sanhedristen him húnjend taroppen hiene: rjochter fan himel en ierde. Ek syn rjochter soe er wêze, syn foarspraek by God....

Doe hearde er dat syn maet ek bigoun to spotten en hy wist, hwat him to dwaen stie. Hoe swier it him foel - it bisette him en syn kiel wie droech - hy moast foar syn kening opkomme. Doe't Bar-Abbas him rôp, hie er net yn bistân stien en syn bloed en syn libben weage - nou wie er ek ré om foar Jezus it wurd to nimmen. Mear koe er net foar him dwaen, mar Jezus hong sels oan it krús en dy wist wol hwat it wie. ‘Frezest' nou God noch net’, sei er hymjend, ‘noustû ûnder itselde oardiel falst? En wy hawwe it fortsjinne, wy hawwe bloed forgetten, mar hy hat neat forkeards dien.’ Hy wachte oant it bounzjen fan syn hert bikaem; doe smeke er: ‘Heare, tink om my, as jo ien kear yn jins keninkryk komme.’

De Heare Jezus hearde it gebet fan 'e moardner oan it krús en hy wie tige bliid. Nou't it hiele folk har fan him ôfkearde en him lastere en húnde, nou leaude dy iene kruseling yn him. Net om syn libben frege er, net om bifrijing fan dit skriklik krús: hy frege allinne mar dat er om him tinke soe, letter, as er yn syn keninkryk komme soe. Hy *soe* om him tinke, lyk as syn Heit yn 'e himel fan ivichheit om him tocht hie, mar *net* letter, hjoed noch. ‘Yn jins keninkryk.’ Mar sa lang hoegde er net to wachtsjen, dat er komme soe op 'e wolkens: dizze joun noch soe er de himel yngean. En lûd, dat de man oan it krús him dúdlik hearre koe, sei er: ‘Wiswier siz ik dy, hjoed silstû mei my yn it paradys wêze.’

Mear koe er net sizze en de kruseling njonken him bigearde net mear. Dy't dêr njonken him to stjerren hong, dy hie him it libben ta-sein! It wie hast to great, dat dit him barre mocht, mar hy twivele net. Hjoed noch.... joun noch.... O, wie it mar joun!

* * *

En sa hongen se dêr, de einleaze ûren fan dy Peaskemoarn. Al heger kaem de sinne, al fûlder baernde de koarts; hja seine neat mear: elke sin, elk wurd wie in marteling. Johannes stie noch tichte by it krús, mar Maria en de oare froulju wiene fierder ôf gien. Fan it folk dat meigien wie, gyngen de measten fuort, nou't it tiid wie to iten. Allinne de mannen fan it Sanhedrin stiene noch foar-oan en forgeaten de tiid: it lijen fan Jezus, syn pine en syn skande, dat wie hjoed har spize en har drank....

It wie nou tolve ûre en sa mar ynienen bigoun it tsjuster to wurden. Mar dizze kear kaem it net fan donkere reinwolken, lyk as oars yn 'e rein-tiid wol; it wiene ek gjin wolken-fan-sân, lyk as simmers wol as de Sjirokko waeide, en de minsken by de krúsheuvel waerden bang. Noch mear gyngen werom nei de stêd. Men wist noait hokfor rampen der komme koene, sokke tiden; en as dit nou de ein fan 'e wrâld ris waerd.... Hja seagen om; sels de krusen wiene net mear to sjen yn it donker, likemin as foar har de muorren fan 'e stêd.

En op Golgotha waerd it stil; sels de soldaten hâldden op mei har rouwe grappen en de Sanhedristen bistoaren de spotwurden op 'e lippen. Hwat koe dit bitsjutte, dizze heimige tsjusternis midden op 'e dei! Dat it allinnich om Jezus wie, dat ierde en himel rouden om it ûnrjocht dat him oandien waerd, dat it in oardiel wie oer har sûnde, in oardiel en tagelyk in warskôging, dat kaem net by har op. Hoe soene se ek dit teken forstean, as hja Jezus' eigen wurden yn 'e wyn sloegen?

Allinne de beide rebellen oan it krús wiene tankber foar dizze tsjusternis; de pinen bleauwen der like swier om, mar de sinne skroeide net mear en de wrede soldaten

húnden har net langer. Foar Jezus wie it gjin forlichting fan syn lijen. De trije lange ûren dat it donker wie, waerden de swierste fan dizze skriklike dei: de tsjusternis wie him in teken dat de Heit yn 'e himel Syn antlit foar him forburch en de brân fan Syn gleone grime wie slimmer as it skroeijen fan 'e middeis-sinne. Hy wie sels sûnder sûnde, mar hjoed droech er alle sûnde en alle skuld, fan alle minsken en fan alle ieuwen en dat strafte God nou oan him. Hy fielde him fan God forlitten, slimmer noch as dy nachts yn it hôf, en nou kaem der gjin ingel del om him to tsjinjen. It wie fortsjinne, dit helske lijen, en hy hie it frijwillich op him nommen, mar it wie net to dragen. En as er sels net God west hie, dan soe er der oan ûndergien wêze, lang ear't syn straftiid om wie en foar't er alle sûnde soend hie.... Mar krekt as yn Gethsémané hâldde er ek nou fêst oan God; syn Heit hie him forlitten, mar hy roun him oan yn it gebet, sûnder ophâlden, yn 'e úterste spanning fan syn siele. Hy koe net lûd op bidde, der kaem gjin wurd oer syn lippen, mar hy wraksele mei God út alle macht....

En nòch waerd it him hast to machtich. Doe't er hast syn tiid úttsjinne hie en doe't it tsjuster bigoun to wiken en de earste bleke ljochtskyn oer de heuvel glied, wie syn binaudens op it slimst. Nou koe er net langer swije, nou moast er syn eangst en syn langst nei God útroppe. Mar it mocht net allinne mar in klacht wêze, hwant hy liet God net los, sels nou net

yn dizze úterste iensumheit. Mar hoe soe er it oait sizze, beide, syn eangst èn syn bitrouwen, syn helske smerten èn syn himelforwachting, as er mar in pear wurden sizze koe oan dit skriklik krús? It koe mar allinne as er in wurd naem út 'e psalmen, in wurd dat swier wie fan leed, mar dat syn plak hie yn in liet fan forlossing. It bigjin soe er sizze, mar it oare soe er der by tinke en syn Heit soe him wol bigripe. En mei gewelt parse er de wurden út syn fordroege kiel en oer syn toarre lippen en it klonk oer de krús-heuvel: ‘Eli, Eli, lama sabachtani?’ dat is: ‘Myn God, myn God, hwerom ha Jo my forlitten....?’

Hy sei it net yn it Hébrieuwsk, de wijde tael fan 'e hillige boeken, mar yn it Arameesk, de tael dy't hja sprieken yn Nazareth. Yn dizze úterste need rôp er syn Heit yn 'e himel oan yn 'e tael dy't er leard hie fan syn ierdske mem. De mannen fan it Sanhedrin, dy't noch altyd by it krús stiene, koene dy tael ek en hja koene dy psalm ek wol. Hja koene witte, dat er yn it djipst fan syn lijen noch hope hie, dat er, fan God forlitten, noch Gods eigen Soan wie. Dit wurd hie har djip yn 'e siele taeste moatten, mar ek nou wer bihurden se har hert en sloegen der de spot mei; it waerd ommers al wer ljocht en nou doarsten se wer. ‘Hark’, seine se, ‘hy ropt oan Elia, de profeet dy't fjûr út 'e himel falle liet om syn fijannen to fordylgjen. Lit ús sjen oft Elia komt om him to helpen!’

* * *

En dêrmei wie de tsjusternis oer; de sinne striele wer yn al syn gloarje en de Heare Jezus wist, dat nou Gods grime net langer baernde en dat syn straf-tiid om wie. Hy fielde him net langer forlitten, de sûnden fan syn bern wiene soend, de Satan hie foar ivich de striid forlern. Hwat dearde him nou noch de machteleaze hún fan syn fijannen? Syn wurk op ierde wie dien, alles wie folbrocht en hja soene it hearre, de mannen fan it Sanhedrin! Mar as er it sizze soe, moast er earst drinke; sà koe er gjin wurd útbringe. Noch ien kear moast er himsels fornederje en soe er syn beulen om drinken freegje; noch ien kear soene se har wrede spot mei him slaen en dan wie alles oer. En heas en hymjend, dat allinne de soldaten it hearden, spriek er: ‘Ik haw toarst.’

Ien fan 'e soldaten sprong op. Hjir hiene se op wachte! Nou moast er dochs noch om gunsten smeekje, dy Joade-kening oan it krús! To greatsk wie er om de myrrhe-wyn to drinken, to greatsk om to antwurdzjen op har spot: mar nou koe er net mear en biddele er om drinken. Wacht mar, hy soe drinken hawwe! Hy hâldde in spûns yn 'e krûk mei jittik en stiek him omheech op in koarte hysopstâl. Dêr hie it ek sûnder kinnen, mar hy woe net de kâns rinne, dat dy kruseling, yn syn wanhoop, him yn 'e fingers biet. Hy lake, doe't Jezus it skerpe focht opsûgde en it trochslokte. Soe er nou jammerje, dy rabbi, of flokke miskien? En dêrmei hearden se Jezus roppen, sa lûd, dat it klonk oer Golgotha: ‘It is folbrocht.’

De soldaten seagen forheard omheech. Dêrom woe er dus dy folterdrank drinke, dat er krêft hawwe soe om dit to roppen! Net om't er forlegen wie fan toarst, net om't er it net langer úthâlde koe, hie er syn fraech dien, mar omdat er der in doel by hie. It is folbrocht - dit wie gjin klacht mear, gjin needrop lyk as niist dat oare wurd, mar it klonk as in rop-fan-oerwinning. En yn har hurde herten kaem dochs hwat fan earbied foar dizze man, dy't sa keninklik syn lijen droech. Hoewol, it wie ek in nuver wurd! Miende er soms, dat syn lijen nou gau oer wie? Mar hwa't mei sok in sterk lûd roppe koe, dy stoar noch lang net, dy koe noch ûren hingje! Nou bigreate it har suver!

De mannen fan it Sanhedrin bigriepen ek neat fan dit wurd. Fansels soe dy Nazarener noch lang net stjerre, mar it waerd al tiid, dat hja nei de stêd ta gyngen;

it wie trije ûre, de tiid dat yn 'e timpel de peaske-lammen slachte waerden. En ear't hja sels nei hûs koene om it Peaske-miel ré to meitsjen, moasten se earst noch nei Pilatus. Mei greate stappen gyngen se op 'e poarte ta....

* * *

It kaem hiel oars as hja tochten: de Heare Jezus soe net mear ûren hingje oan it krús; nou't syn wurk folbrocht wie, hoegde er net mear to lijen en koe er it libben ôflizze. Ien kear hie er dit ierdske libben oannommen, frijwillich en op *syn* tiid; sà soe er it ek wer ôflizze. Foar him wie de dea gjin fijân dy't him oermânsk wie, mar in tsjinder dy't syn wolbihagen die. En noch ien kear sette er syn lûd út en rôp mei sterke stim: ‘Heit, yn Jins hannen bitrou ik myn geast.’ Doe sakke syn holle foaroer en libbe er net mear. Noch hong syn lichem oan it krús, neaken, biblet, mei wounen oerdutsen, mar syn siele fear op nei syn Heit yn 'e himel. It lijen wie oer, Gods Peaskelaem wie slachte, de Satan wie foargoed oerwoun....

En ûnder it krús stiene de soldaten, forslein en forheard. Dit wie in wûnder! Dy't noch roppe koe mei in útset lûd en noch lang net oan 'e ein wie fan syn krêften, dy lei syn libben ôf as in man in ûnnut stik klean. Hy koe gjin gewoan minske wêze, de middelste kruseling. En de centurio brocht ûnder wurden, hwat hja allegearre tochten en spriek: ‘Yn wierheit, dizze wie rjochtfeardich en in soan fan God.’

Op dat stuit barde der in wûnder: de ierde skokte en beve en yn 'e tunen by de muorre fan 'e stêd sprongen de grêven iepen en forskate deaden krigen foar in tiid it libben wer. Sels it folk, dat nei de tsjusternis wer nei Golgotha gien wie, stie forslein en

waerd bang fan dizze machtige tekens; wylst hja nei hûs ta gyngen praetten se drok oer alles dat der bard wie en somliken sloegen harsels op it boarst en hiene spyt fan hwat hja dien hiene.

Dyselde ûre barde der noch in teken: yn 'e timpel to Jeruzalem skuorde it foarkleed iepen fan boppen oant ûnderen ta. Net ien fan al dy preesters en Leviten, dy't sa drok dwaende wiene mei it slachtsjen fan 'e lammen, bigriep hwat dit wûnder bitsjutte en sels de discipelen fan Jezus forstiene it earst tiden letter. Lyk as sa faek as God Syn folk hwat to sizzen hie, hie ek dit teken in dûbelde bitsjutting, wie it tagelyk in oardiel en in seine. In oardiel: hwant de God fan Israël woe net langer wenje by dit folk, dat Syn Soan forwurpen hie en Hy ûntwijde Syn eigen hûs; mar ek in seine: nou stie de timpel iepen en dat bitsjutte dat fan nou ôf elk sûnder bimiddeling fan in preester, allinne troch Jezus, ta God gean mocht. It Ald Forboun mei syn offers en syn timpeltsjinst wie oer: in Nij en better Forboun wie bigoun yn Jezus Kristus.

It hat noch lange jierren duorre ear't de gemeente fan Kristus dat alles ynseach en der nei hannele....

It Grêf
253

De mannen fan it Sanhedrin hiene noch heard, dat de Heare Jezus om drinken frege en dat er rôp: It is folbrocht; doe wiene se fuortgien en sadwaende wisten se net, dat er fuort letter stoarn wie. Wol wiene se nei dat wûndere wurd yndachtich wurden, dat Jezus wol ris net tige lang mear libje koe en dat it de oare deis sabbat wie. It wie spitich, dat it sa trof, - hja hiene him sa graech in lange dead-striid gund! - mar der siet neat oars op: de kruselingen moasten noch dizze joun fan it krús ôfnommen en fuortbrocht wurde. Der stie yn 'e wet fan Mozes dat der op 'e sabbat gjin lyk boppe de ierde hingje mocht. Hja twivelen der net oan, of Pilatus soe har forsyk tastean; yn sok ding skikten de Romeinen de Joaden sa folle mooglik en as dat barde, soe dy Nazarener dochs noch hiel hwat útstean moatte! It wie wenst, as troch omstannichheden it krús-lijen forkoarte wurde moast, dat de soldaten de foroardielden de skyn-bonken stikken sloegen en se dan, mei har forsplintere skonken, op in karre fuortbrochten nei it misdiedigers-grêf. Dat transport, op in botsende, skokkende wein, wie in helske marteling en hja formakken har al yn it foar oer de pinen dy't Jezus útstean soe. En it waerd in lange rit: it plak dêr't de misdiedigers bigroeven waerden, lei alhiel oan 'e oare kant de stêd! As hja net nedich nei hûs moatten hiene om op tiid to wêzen foar it Peaskemiel, dan wiene se fêst meigien. Hwant net altyd waerden yn sa'n gefal de foroardielden bigroeven: as it rebellen wiene, of oare slimme misdiedigers, waerden se ek wol libben forbaernd; it wie in lêste fornedering en it sparre de muoite út fan in wacht by it grêf. As hja der hwat oan dwaen koene, dan soe it sa mei Jezus gean. Syn lichem forbaernd en de jiske forwaeid op 'e winen - dan koene syn learlingen syn grêf net yn eare hâlde en dan wiene se ek wis, dat er noait, noait wer opstean soe!....

Pilatus wie daliks ré om oan har forsyk to foldwaen en doe't hja sjoen hiene, dat de soldaten mei de wein op mars gyngen nei Golgotha, setten se sels nei hûs. It waerd ek tiid; mei de earste stjerren bigoun it Peaske-miel en moast alles klear wêze en dan mochten se net foar tolven wer bûten komme. It wie al in rêst, dat dy rabbi nou dêrmei út 'e tiid wie....

* * *

Hja soene wis sa fleurich net west ha, de fromme mannen, as hja witten hiene, hwat der wilens op Golgotha barde. Hwant hiel dizze freeslike dei, doe't Jezus de sûnden fan 'e minsken droech, wie it mei him gien fan fornedering ta fornedering, fan skande ta djipper skande - mar nou wie syn wurk folbrocht en wie God him net gram mear; sels oer it deade lichem fan syn Soan gyng syn trouwe soarch. De wrede plannen fan 'e Sanhedristen soene mislearje, Jezus' lyk soe net earne yn 'e groun stoppe wurde, syn hillich lichem kaem net op 'e brânsteapel, mar ynpleats soe it wurd fan 'e profeet Jesaja yn forfolling gean: ‘en hy hat by de rike west yn syn dea.’ Dy rike dêr't de profeet fan sprutsen hie, sa folle ieuwen lyn al, wie de riedshear Jozef fan Arimathéa, in from en rjochtfeardich man, dy't nou to Jeruzalem wenne.

Hy wie lid fan it Sanhedrin, dizze Jozef, mar net in gewoan lid: mei noch in mannich oaren wie er lid fan it kolleezje fan Tsien-mannen, dy't forantwurdlik wiene foar de rêst en 'e oarder yn it lân. Allinne hwa't tige ryk wie en gâns lân hie, koe dêr ta bineamd wurde en nimmen mocht foar sa'n bineaming bitankje,

al wie ek gjin ien der wiis mei. Elke kear as der hwat barde, koene de Romeinen har yn 'e boete slaen, elk oproer koe op har forhelle wurde. Oan 'e oare kant koene se ek wer foar har folk opkomme by it regear en yn tiden fan spanning hiene se altyd it frij om nei Pilatus to gean.

De middeis doe't Jezus stoar, stie ek Jozef fan Arimathéa by it grêt. Hy hie net mei-dien oan 'e wrede spot fan 'e oaren en like-min as de skriftgelearde Nicodemus hie er dy nachts meistimd yn it fonnis oer Jezus. Hy wie sels yn it geheim in discipel fan Jezus en hy wie bleaun, doe't de oare riedshearen nei Pilatus gyngen. Hy woe oan 'e ein ta bliuwe en sjen hoe't it mei Jezus ôfroun.

Fansels wie ek Jozef op it uterst forbaesd, doe't de Heare sa hastich stoar, mar hy fordie syn tiid net mei skriemen en kleijen. Nou't Jezus net mear libbe hie it gjin sin mear om him de skonken to brekken; sels de Romeinen soene dy straf net op in deade tapasse. As hy nou ris nei Pilatus gyng en frege om it lichem fan Jezus.... Hy hie flak by Golgotha yn syn tún in rotsgrêf, dêr't noch noait ien ynlein hie.... It wie fansels in weachstik. Pilatus koe it him kwea ôfnimme, dat er it mei in rebel hâldde, mar it wie ek wier dat de lânfâld Jezus tsjin better witten yn foroardiele hie en dat er neat fan 'e oerpreesters en 'e Farizeën ha moast. En dat it Sanhédrin forgrime op him wêze soe, dat wie wol wis, mar dêr hoegde it net om oer to gean. Nou't er sjoen hie, hoe't Jezus stoarn wie, nou wie it syn plicht om foar him út to kommen....

* * *

Hy gyng hastich de stêd yn en frege de lânfâld to sprekken. Pilatus hie der gjin biswier tsjin om syn forsyk ta to stean, mar hy koe net leauwe, dat Jezus sa gau al stoarn wie. It like miskien allinne mar sa en hy woe earst wissichheid hawwe. Dat hy stjûrde in boade nei Golgotha om de centurio to heljen en sa lang moast Jozef wachtsje.

De boade kaem noch op tiid en brocht it bifel fan Pilatus oer, dat allinne de beide rebellen fuortbrocht wurde moasten en dat it lyk fan Jezus oant neijer oarder hingjen bliuwe moast; ek sei er dat de centurio daliks nei Pilatus gean moast om't de lânfâld witte woe, oft Jezus werklik stoarn wie. De haedman wist it mar al to goed; mar Pilatus soe biwiis freegje. Hy wonk en in soldaet stiek Jezus de spear yn 'e side; der kaem bloed en wetter út, in wis teken dat er yn wierheit stoarn wie.... Earst doe't er sels it forslach fan 'e centurio heard hie, droech de lânfâld it lyk fan 'e Heare Jezus oer oan Jozef, de riedshear. Dy gyng nei Golgotha en naem it oer fan 'e soldaten. En wilens makken de beide oare kruselingen har lêste, skriklike tocht: de iene, dy't Jezus lastere hie, mar ek dy oare, dy't yn him leaude en him wersjen soe dêrboppe. Wol oer alle mjitte sterk moast syn leauwe wêze....

‘Mei de úterste soarch biwuollen se it lichem yn 'e linnense doeken...’

En sa, yn 'e lette joun fan dy Peaske-freed, waerd de Heare Jezus bigroeven yn it grêf fan Jozef. In greate bigraffenis waerd it net, dêr yn it donker hôf by it ljocht fan 'e walmjende fakkels; der wiene gjin musikanten by om 'e roumusyk to spyljen, gjin klei-froulju dy't har triennen yn fleskes heinden. Jozef wie der fansels en miskien in pear fan syn tsjinners en dan noch in mannich froulju, dy't de lange dei by it krús stien hiene en dy't nou holpen om it bloed to waskjen fan it kâlde, deade lichem.

Mar it waerd dochs noch in rike bigraffenis, en net allinne om it grêf, dat útkappe wie yn in rots en dat sa great wie, dat men der maklik yn stean koe.

* * *

Der wie noch ien, dy't de rabbi fan Nazareth de lêste eare biwiizgje woe en dy't syn namme en amt foar him oer hie: de wetgelearde Nicodemus. Hy stie tige heech yn oansjen by it folk en hy wie al in man op jierren, mar lykwols keas er nou iepenlik foar Jezus. En net stil en yn it forhoalen joech er him by dizze nachtlike bigraffenis, mar syn slaven droegen myrrhe en aloë, in fracht fan sa'n hûndert poun. Mei de uterste soarch biwuollen se it lichem yn 'e linnense doeken en doe't alles klear wie, leine se it foarsichtich del yn it romme grêf. Doe setten se in swiere stien foar de iepening en gyngen har wegen, drôf en forslein en lykwols tankber, dat hja dit noch foar har Master dwaen koene. Hja moasten har noch haeste om foar de sabbat thús to wêzen en dizze kear moasten se it Peaske oerslaen: dy't oan in deade west hie, wie ûnrein en mocht it laem net mei ite. Yn oare omstannichheden soene se it slim foun hawwe, nou tochten se der hast net oer. Hwat wie in forsomme Peaske by dit forlies, dat hja lit hiene? It waerd fansels wol wer Peaske, mar Jezus, dy kaem net wer. Hoe moasten se dit libben drage, sûnder him, sûnder syn leafde, sûnder de treast fan syn wurd? De froulju sprieken ôf, dat hja noch ien kear nei it grêf soene, de iere moarns nei de sabbat. En dat soe dan it lêste wêze, it alderlêste....

* * *

Dyselde jouns noch, wylst hja it Peaske ieten, hearden de oerpreesters en de Farizeën hwat der bard wie yn it hôf fan Jozef. Hja wiene troch alles hinne forgrime en sadré't it tolve ûre wie en hja nei bûten mochten, kamen se byinoar en rieplachten meiïnoar. Dit wie forskriklik! Dat twa hege riedshearen de partij fan 'e Nazarener keazen, dat wie al slimmernôch, mar dat die har gjin nij: Jozef en Nicodemus wiene net to fortrouwen, dat wist men! Mar dat nou al har plannen mislearre wiene, dat wie minder. It kaem har yn it sin, dat Jezus hwat sein hie fan in timpel, dy't hja brekke soene en dy't hy yn trije dagen wer oprjochtsje soe. Doe hiene se har dom hâlden en beard, dat hja it net bigriepen, mar it wie dúdlik, dat er de timpel-fan-syn-lichem bidoeld hie! Hy soe wer opstean út 'e deaden.... It koe net, hy wie de Messias net, mar Lazarus hie er ek roppen út it grêf.... En as dy discipelen nou kamen en it lyk forburgen, dan koene se it folk dochs noch yn ûnstjûr bringe! As in wetgelearde him forliede liet, dan wie mei dat folk alles mooglik. Hja moasten daliks nei Pilatus! It wie wol sabbat, mar dit koe gjin útstel lije; sokke tiden dan moast it mindere foar it meardere wike....

It wie fansels de skuld fan 'e lânfâld! Hoe koe er oait it lyk fan sa'n rebel frijjaen, fan ien dy't safolle oanhingers hawn hie? Mar it wie noch net to let: as der nou daliks yn 'e nacht noch in wacht by it grêf kaem, dan koe alles dochs noch goedkomme.

Ek nou wer waerden se daliks by Pilatus talitten en fregen: ‘Hear, it is ús yn it sin kommen, dat dy forlieder by syn libben sein hat: Nei trije dagen wurd ik opwekke. Set dan in wacht by it grêf, dat syn discipelen net komme en him stelle, en dan tsjin

it folk sizze: hy is út 'e deaden opwekke! Hwant dy lêste dwaling soe noch slimmer wêze as de earste!'

Pilatus fielde wol it forwyt yn dizze earbiedige fraech: hy hie it lichem fan Jezus noait oan Jozef ôfstean moatten, dàt bidoelden se. Mar it wie syn skuld net! Hwa koe oait soks bitinke: in kruseling, dy't opstie út syn grêf! Dêr moast men al Joad foar wêze, om soks to leauwen. Mar ek dizze kear soe er har sin dwaen. Hy woe net graech, dat der nei de dea fan dizze rabbi noch wer biweging komme soe ûnder it folk. 'Jim krije in wacht', sei er, 'gean hinne, forsegelje it grêf, lyk as jim goedtinkt.'

* * *

Yn alle haest gyngen de fromme mannen mei de wachtsoldaten nei it hôf fan Jozef: it wie har in pak fan it hert, doe't hja seagen dat de stien noch foar de iepening stie en dat der gjinien oan west hie. Nou hoegden se net bang mear to wêzen, dat der hwat barre soe mei it lyk fan Jezus! Mei help fan 'e soldaten spanden se sels de koarde oer de stien en plakten dy fêst mei de weake segelklaei; dêr drukten se doe forsichtich it keizerlik segel yn. En mear hoegden se der net oan to dwaen: mei dit simpele koarde en dit simpel segel, wie it grêf it eigendom fan 'e keizer wurden en elk dy't him der oan forgriep, wie de dea skuldich. Mar fansels soe net ien it weagje en doch it grêf iepen: mei in Romeinske wacht - in kommandant mei sechtsjin man - yn it hôf, koene se gerêst wêze.

Noch ien kear seine se it de soldaten oan, dat hja strange wacht hâlde moasten en dat der fan alles út

fuortkomme koe, as it lyk fan dizze rebel stellen waerd, doe gyngen se nei hûs. Underweis praetten se noch drok oer alles dat der bard wie. Hja koene tofreden wêze: Jezus wie dea en nei inkelde dagen soe it folk net ienris mear oan him tinke. It hie net maklik west om Pilatus sa fier to krijen en mei dizze bigraffenis yn it hôf fan Jozef hie alles noch mislearje kinnen, mar by einsluten wie it dochs noch goed biteard. En hwa soe oait sizze kinne, foar hokker rampen it lân en it folk fan Israël biwarre wie....

En hja bigriepen der neat fan, dat God har dizze dei brûkt hie, har wylde haet en har gleone grime, om Syn heilsplan út to fieren en dat hja mei har segel op it grêf foar alle wrâld biwiizge hiene, dat Jezus yn wierheit stoarn en bigroeven wie en dat syn opstanning in Godlik wûnder wie.

De Leagen fan 'e soldaten
254

Nou wie it de nachts fan Sneon op Snein; de earste hoanne kraeide earne yn 'e stêd, mar it wie noch donker. Noch altyd hâldden de soldaten de wacht yn it hôf fan Jozef, noch altyd stie de swiere stien foar de iepening fan it grêf. Der wie ek neat bysûnders bard, de earste koarte nacht net en likemin de lange stille Sneon. Hwa soe it ek weagje en doch in oanfal op in hôf, dat sa ticht by de stêd lei en dêr't sa'n sterke wacht wie?

En lykwols wiene de soldaten bliid, dat it nou nei de ein roun en dat de tredde en lêste dei bigoun wie. De earste trije dagen bleau de siele fan in forstoarne ticht by it grêf en die er alle war om wer yn it lichem to kommen dat er forlitten hie en earst as it ta ûntbining oergyng en der gjin hope mear wie, daelde er nei it deade-ryk. Mar as dat sa wie, dan ware de geast fan dizze deade rabbi hjir om dit donker hôf, dan wie er miskien flak by har, ek al koene se him net sjen.

Hja huveren, as hja der oan tochten en oan-ien-wei seagen se nei de loft, oft it noch hast net ljocht waerd. By dei wie alles sa folle makliker, dan siet men net oer sokke dingen yn; men stie op post en as de tiid om wie, joech men jin wer by de maten: men praette hwat en dobbele en ear't men der erch yn hie, wie de lange dei wer om. Nachts, as men wachtroun, en de maten sliepten, dan wie it minder. De nachtwyn rûzele ûnwennich troch de blêdden, in fûgel joech lûd en in houn sloech oan yn 'e fierte. Mar der wiene ek altyd wer lûden dy't men allinne nachts en by donker heart, lûden dy't men gjin namme jaen kin. Dan rekket men oan it tinken, en hjir dôch, yn dit hôf, by dit grêf....

Hwant dizze Jezus, dat wist men, wie net in gewoan minske, net sa mar in misdiediger of in rebel. Pilatus hie net om 'e nocht al syn bêst dien om him frij to krijen en doe't er oan it krús hong, hie it trije ûren donker west, midden op 'e dei. Doe wie er stoarn, lang foar't it syn tiid wie en de ierde skodde en beve. Sels de centurio en de krús-soldaten wiene der forslein fan en dy wiene oars wol hwat wend.... En dan waerd der noch foar wier forteld, dat Jezus by syn libben sein hie, dat er de tredde deis opstean soe. It wie nou de tredde dei! Men soe net hoopje, dat der nou noch hwat harde, de lêste ûren fan dizze frjemde wacht.... Hja hiene der om lake, juster, doe't it ljocht wie, mar nou like it net mear sa ûnmooglik. Sels de mannen fan it Sanhedrin, dy't leauden dat dizze rabbi in forlieder wie, wiene der net alhiel gerêst op. Yn elk gefal hie er doe yn Bethanië in deade opwekke, dy't al fjouwer dagen yn it grêf lein hie! Fjouwer dagen.... Dy Sanhedristen wiene by steat en lit har noch in dei en in nacht de wacht hâlde!.... En yn 'e stêd wie it feest... O, dy Joaden....

* * *

En doe wie it ynienen oft de wjerljocht delsloech út de loft dy't niist noch klear en mei stjerren wie. Hja lieten de wapens falle en sloegen de hannen foar de eagen; doe't hja opseagen, wie der noch dat ljocht en in ingel kaem op har ta, tusken de beammen troch. Syn antlit wie as de wjerljocht en witer as snie wie syn mantel. En tagelyk skokte en beve de groun, de rotsen skuorden en kreaken, beammen foelen. Sûnder der by to tinken lieten se har falle. De ingel roun flak by har lâns en bûgde oer it grêf; it segel foel en mei ien biweging fan syn sterke earmen skuorde er de swiere stien fan it plak. Yn it iepen grêf foel it wite ljocht en de soldaten bisauden. Gjin deade yn wite doeken riisde oerein: it grêf wie leech! Gjin ingel hoegde him to roppen út 'e deadssliep: út eigen krêft wie er opstien en hja hiene it net fornommen!

Nou wie it wer stil yn it hôf, de ierde skodde net mear en de ingel siet op 'e stien, ljocht en blinkend foar de donkere rots. Dus hy kaem net by har, hy

wie net kommen om har to deadzjen.... Yn alle haest pakten se de wapens en sprongen oerein; troch de stilte gyngen har dravende stappen. Earst yn 'e stêd, yn in stille strjitte, bleauwen se stean. Hoe moast it nou mei har? Hja wiene fan har post roun en dêr stie de dea-straf op! It wie har skuld net, gjin minske fan flesk en bloed koe fjochtsje tsjin geasten, mar soene se har leauwe? Hwat biwiis hiene se?.... Miskien wie it better en gean earst nei it Sanhedrin; faeks soene dy it leauwe! As dy in goed wurd foar har diene, koe it noch hwat ta falle: hja koene ek net bêst sechstjin man tagelyk ta de dea foroardielje, nou't de lânfâld soldaten to koart kaem. It wie yn elk gefal to weagjen....

* * *

En wer moast Kajafas yn 'e nacht de mannen fan it Sanhedrin gearroppe, om to rieplachtsjen oer dit ûnforwachte nijs. Earnstich en bleek fan 'e skrik harken se nei it forhael fan 'e soldaten. Dus, nou wie it grêf dochs noch leech en alle drokte hie om 'e nocht west! Nou gyng dêrmei it nijs troch de stêd, dat de Nazarener opstien wie en nou soe er nei syn dea noch mear discipelen krije, as er oait by syn libben hawn hie! Mar it koè net wier wêze, dat forhael fan dy soldaten. God stjûrde syn boaden net nei sokke heidenske Syriërs.... En al wie it in ingel út 'e himel, al hiene se him mei eigen eagen sjoen, dan noch leauden se net, dat Jezus de Kristus wie! It wie ûnmooglik, dat de Messias stoar oan it krús. ‘Elk dy't oan it hout hinget is fan God forflokt’, sa stie it yn 'e wet fan Mozes. Hja hâldden har oan 'e wet; dat forhael fan 'e soldaten mòcht net buorkundich wurde!

Hja lieten de wachters bûten stean en doe't hja alles goed trochpraet hiene, waerden se jitris foarroppen. Kajafas die sels it wurd en syn donkere eagen twongen. As dit net slagge, as hja dy soldaten net op har hân krigen, dan wie alles forlern, dan wie it út mei har macht en ynfloed en soene se foar alle tiden bikend stean as moardners fan 'e Messias.

Hy knikte de wachtsoldaten hast freonlik ta. Hja hoegden net bang to wêzen, dat it Sanhedrin har oanbringe soe by Pilatus. Hjir wiene slimme flaters makke, dat wie net oars, en as hja net oppasten kaem der oproer fan, mar it wie har skuld net. Dat lyk hie forbaernd wurde moatten, dan wie al dizze illinde har bisparre bleaun, en dat soene se de lânfâld ek sizze! Mar alderearst moasten se om it folk tinke, om de stêd en de timpel. As dit bikend waerd fan dat lege grêf en fan dy ingel - hoewol't it fêst gjin goede ingel west hie! - dan kaem der sûnder mis in great oproer en it wie ek yn har eigen bilang, dat soks foarkommen waerd. Oproer, dat moasten altyd earst de soldaten bilije!.... Dat as hja fan har kant nou ek hwat skikke woene en hja fortelden oer al yn 'e stêd, dat hja nachts sliept hiene en dat yn dy tiid it lyk fan Jezus stellen wie, dan koe alles noch goedkomme. Fansels wie it de suvere wierheit net, mar it gyng foar in goed doel en it Sanhedrin wie net ûngenegen en jow har elk hwat jild! Hja hiene wol hwat fortsjinne, nei sa'n nacht....

* * *

De soldaten hiene alles earder forwachte, as dizze fraech. Hja wiene fan har post roun, in forgryp dêr't yn it leger de dea-straf op stie, en ynpleats dat de rjochters har foroardielen, koene se noch jild ta-krije, as hja dy leagens fortelden! Krige men nou oait hichte fan dit Joade-folk? Suver spitich, dat hja dit útstel net oannimme koene! Sliepe op wacht, dêr stie de deastraf op! Miskien wie dat har foarlân wol, miskien moasten se hingje, mar dêrom hoegde men der noch net om to freegjen! ‘Wy woene

jim wol to wille wêze, mar as wy yn 'e stêd fortelle, dat wy sliept hawwe op wacht, dan krije wy to-minsten straf!'

De hegepreester naem jitris it wurd. It wie wier, dat hja neffens de kriichswet straf fortsjinne hiene, raar as it Sanhedrin, de heechste rjochtbank yn Israël, nou boarch foar har stie en mei Pilatus praette, hwat seine se dan? It wie ek yn it bilang fan 'e lânfâld, dat dizze saek net bikend waerd en hy soe fêst dwaen hwat hja fan him fregen. Dat hja koene wis wêze, dat der har neat fan oerkaem.... Hy seach har oan; syn eagen stieken suver. 'It is ien fan beiden: jim fortelle hwat wy jim foarsein hawwe en wy jowe de man in fikse som, òf jim wegerje en wy lûke de hannen fan jim ôf!'

De soldaten knikten. It hie al genôch bliken dien, dat dy fromme mannen Pilatus wol tsien kear oer koene - as hja boarch stiene foar har libben, dan woene se dat ûnsinnich forhael wol fortelle. En dat jild, né, dat mochten se net ôfslaen! Doe't hja wer bûten stiene, it rinkeljend sulver yn 'e gurle, laken se lûd en forromme; doe setten se moedich de stap nei de kaserne.

* * *

Deselde jouns fortelden se yn alle kroegen fan Jeruzalem it forhael fan it lyk fan 'e Nazarener, dat stellen wie wylst hja sliepten; doe't hja it in pear kear dien hiene, leauden se it sels. En ek it folk fan Jeruzalem leaude it en naem de leagen foar kar boppe de wierheit....

Mar ek dyselde dei al kaem de Heare Jezus sels út 'e himel del om syn learlingen to forkundigjen, dat er yn wierheit opstien wie.

It Lege Grêf
255

De Sabbat wie noch hast net oer, doe makken de froulju har al wer klear om foar it lêst nei it grêf ta. De Freed-to-jouns wie alles sa hastich gien: der hie gjin tiid west om it lichem goed to salvjen, gjin tiid om de deade-klacht to hâlden, mar nou wie de dei foar hannen en woene se har forstoarne Master de lêste eare biwiizgje. Hja hiene salve kocht en swietrokige krûden en doe't it noch tsjuster wie, wiene se al op reis nei it hôf, forslein om't Jezus net mear libbe en dochs ek bliid, dat hja noch hwat foar him dwaen koene. As Jozef fan Arimathéa syn libben net weage en syn grêf net foar Jezus oer hawn hie, dan hie dit ek al net iens mear kinnen....

Hiel de lange, stille Sneon hiene se thús sitten, hoe't it hert har ek loek nei it hôf, nei it grêf, nei it lichem fan Jezus. Sels om him de lêste hulde to dwaen, woene se de sabbat net brekke; hy hie har altyd leard, dat hja de wet fan Mozes hâlde moasten. In swiere dei hie it west. Al dy einleaze ûren hiene se byinoar sitten, iderkear hiene se oer him praet, sa lang oan't it net mear to dragen wie en hja allinne mar mear skrieme koene. It wie ek net allinne dat hja him sa misten, net allinne it leed om syn wrede dea, mar it slimste wie de twivel oft er wol de Messias wie, oft hja har dochs net yn him forsind hiene. Koe de Kristus hingje oan it krús? Koe er de flok fan God drage en tagelyk Gods Soan wêze? Der wie gjin antwurd op al dy bange fragen. Allinne ien ding stie fêst: hy wie gjin forlieder, lyk as de Skriftgelearden en de Farizeën seine en hy wie ûnskuldich de dea yngien. Hja doarsten net mear leauwe, dat er de Messias wie, mar in great profeet wie er al, greater as yn 'e âlde tiden Elia en Elisa. En al lei er nou yn it donker grêf en al soene se him noait wer sjen en noait syn stim wer hearre, hja wiene dochs bliid, dat hja him kennen hiene en noait, noait soene se him wer forjitte....

En nou rounen se hjir troch de donkere strjitten en strak soene se foar it lêst syn dierber lichem sjen; it wie nou de tredde dei al, de lêste dei dat men by in deade yn it grêf gean koe. Om't hja der net út west hiene, dy Sneons, wisten se neat fan de wacht by it grêf en fan it segel op 'e stien; hwa soe ek tinke kinne, dat de preesters en de Farizeën de sabbat brekke soene om sokke dingen to dwaen?

Doe't hja al yn it hôf wiene - de wachters wiene al wer yn 'e stêd - kaem it har yn it sin, dat de stien foar it grêf tige great en swier wie en dat hja him fêst net forrôlje koene. Dat hja dêr nou net earder om tocht hiene! Ien fan 'e discipelen hie fêst wol mei wollen om har to helpen. Stadich rounen se fierder; hja woene ek net alhiel mear werom en oars koene se altyd noch skrieme foar it tichte grêf, sa lang oan't der oaren kamen.

En doe ynienen seagen se de donkere rots en yn dy rots in ljochte iepening. O God, nou wie de stien net mear foar it grêf, nou wie der ien yn en hwa wit hiene se it lichem fan Jezus fuortbrocht! Koene se him nou net iens mear sjen? Koene se him nou net mear salvje, syn lea net mear biroere, syn deade hannen net mear patsje? Hiene se nou neat mear, sels gjin grêf? Ien fan harren, Maria Magdalena, kearde har om en roun fuort. Doe't hja wei waerd yn it donker fan it hôf, hearden se noch har wanhopich gûlen.

De oaren bleauwen stean. Yn it grêf wie gjin biweech fan minsken, gjin flakkerjend ljocht fan fakkels, allinne mar dy stille, wûndere, wite ljochtskyn. As hja dochs ris gyngen....

Beevjend kamen se tichterby en seagen nei binnen. In deadlike eangst fleach har oan: yn it lege grêf, by de wite doeken sieten twa ingelen yn blinkende klean, ien oan it hollenein en ien dêr't Jezus' fuotten lein hiene. Hja koene gjin wurd sizze, gjin stap forsette; sa forslein wiene se. En dêrmei hearden se ien fan 'e ingelen

sizzen: ‘Wês jimme dochs net bang! Ik wit, dat jimme Jezus sykje, dy't krúsige is, mar hjir sille jim him net fine: hoe kinne jim de libbene sykje yn dit grêf fan 'e deaden? Hy is hjir net mear, mar hy is opstien, lyk as er fan to foaren al sein hie. Witte jim dan net mear hwat er sein hat, doe't er noch yn Galiléa wie, dat de Minskesoan oerlevere wurde moast yn 'e hannen fan sûndige minsken, en krusige wurde en opstean de tredde deis? Kom dan yn it grêf en sjoch it plak dêr't er lein hat.’

Hja koene noch neat sizze, mar op it wurd fan 'e ingel bûgden hja it grêf yn en seagen de wite doeken lizzen; de lange wynsels oprôlle op it fuotten-ein en de wite swit-doek dy't er om 'e holle hawn hie, apart op in oar plak. En doe bigriepen se it wûnder dat hjir bard wie en it hert tilde har fan in greate blydskip. Jezus wie net mear yn it grêf, hy libbe en hy wie dochs de Messiaskening fan Israël en de Soan fan God!

En jitris naem de ingel it wurd: Nou't jim alles sjoen hawwe, gean nou daliks de stêd yn en siz tsjin de discipelen, dat Jezus opstien is en dat er jim foar

giet nei Galiléa; dêr sille jim him wer sjen. En siz it foaral ek tsjin Petrus, hwant ek dy heart der by en syn sûnde is him forjown. Sjoch, nou haw ik jim alles sein, dat gean nou daliks en doch hwat ik jim oplein haw.'

* * *

Sa hurd as hja rinne koene, gyngen de froulju de stêd yn. Noch wiene se bang om dat wûnder gesicht, noch skammen se har, dat hja Jezus net better bigrepen hiene en dat hja syn wurden net leaud hiene, mar greater as har eangst wie har blydskip. De Heare wie opstien út 'e deaden en hja soene him sjen yn Galiléa! O, hwerom hiene se him net leaud, doe't er har alles yn it foar al oansein hie? En nou moasten se by de alve discipelen lâns. As dy it mar leauwe woene! It wie net maklik en yn 'e stêd wiene gjin ingelen, om har wurden wier to meitsjen! As ien fan 'e alve it hàr ris forteld hie, doe't hja klear stiene om nei it grêf, soene hja it dan leaud ha?

Hja soargen der suver tsjin oan om der by lâns, mar lang koene se it ek net úthâlde. Har blydskip wie to great om it to swijen en bûtendat, de ingel hie it har oplein. Mar in blide tocht waerd it net: hja troffen Petrus en Johannes net thús en de oare njoggen leauden it net! Hja soene it wol goed bidoele, dy froulju, en hja hiene Jezus tige leaf hawn, mar dit moaije forhael koe net wier wêze! Jezus wie stoarn oan it krús en hy wie bigroeven yn it hôf fan Jozef; nou wie it grêf leech, dat soe sa wol wêze, mar it koe allinne mar bitsjutte, dat syn lyk stellen wie. De Sanhedristen soene der wol mear fan witte! En dat dy froulju yn har oerstjûrens fisioenen sjoen hiene fan ingelen, dat koe men bigripe nei sa'n lange, swiere dei en nei twa nachten sûnder sliep. Mar wier koe it net wêze! It wie to moai!

De froulju diene al har bêst om har to oertsjûgjen, mar hoe't hja ek praetten, it holp har net. Drôvich gyngen se nei hûs; it wie as foel der in skaed oer har earste blidens....

* * *

Maria Magdalena wie daliks út it hôf nei Petrus en Johannes gien. Mei triennen yn 'e eagen fortelde se, hwat hja sjoen hie: it grêf wie iepen en it lyk fan 'e Master soe wol stellen wêze. Doe't de beide discipelen der op ynfregen, die it bliken, dat hja net iens yn it grêf sjoen hie en dat hja neat mei wissichheit sizze koe. Soks hie men nou fan froulju!

Yn alle haest gaspen se de mulriem om en setten de stap nei it hôf; it kaem net iens by har op, dat Jezus opstien wêze koe, mar hja woene witte oft it grêf leech wie of net. Nei Maria, dy't skriemend efter har oan kaem, seagen se net iens mear om. Oan 'e yngong fan it hôf ta rounen se togearre, doe bigoun Petrus stadiger to rinnen. Mocht hy wol nei it grêf fan Jezus ta, hearde er noch wol by him nei hwat der bard wie op it plein fan Kajafas?

Johannes stie foar de iepening fan it grêf en seach der yn. It wie sa, it lichem fan Jezus wie der net mear, allinne de wite doeken leine oer de flier. Hy woe der yngean, mar mei gyng Petrus by him lâns en stapte yn it grêf. Johannes wachte. Syn freon bleau der net lang yn. 'Dit is gjin wurk fan dieven', sei er, wylst er der út kaem, 'de wynsels lizze oprôlle op it fuottenein en de switdoek is opteard en apart lein.'

Doe gyng ek Johannes yn it grêf en naem alles goed op. De ingelen seach er net, mar hy murk dat it krekt wie sa't Petrus sein hie. Syn eagen blonken bliid. Nou bigriep er alles: Jezus wie opstien út 'e deaden! Mar dan wie er dochs de Kristus, dan soe alles dochs noch goed komme. En tagelyk skeat it him yn 'e gedachten, dat de Heare it by syn libben al sein hie, mear as ien kear, dat er de tredde deis

opstean soe.... Hoe wie it mooglik, dat hja it doe net leaud hiene? En wylst hja to-gearre it hôf útrounen, Petrus en Johannes, praetten se optein oer it blide nijs. Yn har blydskip tochten se net mear om Maria Magdalena, dy't skriemend nei it grêf ta roun....

* * *

Hja bleau flak foar de yngong stean en har skouders skokten. It grêf wie leech, dat koe se sa wol bigripe. O, dat hja nou neat mear oer hie, sels it deade lichem net. En hja hie him sa leaf hawn, hy wie har àlles op ierde, fan dy blide dei ôf, dat er har forlost hie fan sawn kweageasten. Noait soe se it fortelle kinne, hwat hja lit hie fan dy démonen en gjin ien soe oait bigripe kinne hwat hja útstien hie, dy Freeds by it krús. De oare froulju hiene him ek leaf, dy hiene ek gjin maklike dagen hawn, mar foar har wie it oars. Hja koè net libje sûnder him, sûnder syn wurd, syn stim, syn bywêzigens. En nou koe se syn earme lichem net iens mear salvje en net mear skrieme by syn fuotten.

Mar hja woe dochs noch ien kear sjen, hwer't er lein hie. Hja die in stap nei foaren en bûgde har. En ek nou wer wie it ljocht yn it grêf en wer sieten dêr de beide ingelen. Har fortriet wie sa great en hja wie sa fol fan Jezus, dat hja net bang waerd, net ienris kjel. Ien fan 'e ingelen frege: ‘Frou, hwerom skrieme jo sa?’ As hie se it tsjin minsken, sa ienfâldich antwurde se: ‘Om't hja myn Heare hjir weinommen hawwe en ik wit net hwer't hja him hinnebrocht hawwe.’ Hja wachte net op antwurd. Hwat sin hie it en praet mei ingelen, as Jezus der net wie?

Doe't hja har omkearde om fuort to gean, stie der in man fuort by har. Hja seach him oan troch har

triennen hinne. Hja hie him net oankommen heard en wist net hwa't er wie. It koe har ek neat skele. Doe sei er freonlik: ‘Frou, hwerom skrieme jo? Hwa sykje jo dochs?’ Har eagen ljochten op. Fansels, dit moast de túnman wêze en hastich spriek se: ‘Mynhear, as jo him hjirwei brocht hawwe, siz my dan hwer't jo him lein hawwe, dan helje ik himsels wol.’

‘Frou, hwerom skrieme jo?’

De frjemdling sei ien wurd: ‘Maria!’ En dat iene wurd wie genôch. It wie har Heare sels! It wie Jezus, nou seach se it dúdlik. Sa hie se him stean sjoen as er de skaren learde, ear't dat skriklik lijen bigoun. En sa't er har namme sei, dat wie krekt as doe't er dy deis de démonen útwurp.

‘Rabbouni!’ sei se bliid en àl har langst en àl har leafde sei se út yn dat iene wurd. Doe liet se har oan syn fuotten falle en stiek de hannen nei him út. Nou woe se him noait wer misse, nou bleau se altyd by him, nou soe se him folgje, hwer't er ek hinne gyng!

De Heare Jezus wist, hwat der yn Maria omgyng. ‘Rabbouni’ neamde se him; Godlike Master bitsjutte dat wurd, mar hja tocht yn har hege blydskip dochs noch to ierdsk fan him. Hy wie ek om har út 'e himel kommen, hy woe ek har forkundigje dat er yn wierheit opstien wie, mar hja mocht net miene, dat it wer wurde koe as foar syn dea. Syn plak wie nou net mear by syn bern op ierde, mar by syn Heit yn 'e himel. En tige earnstich, mar ek mei greate leafde sei er: ‘Né, Maria, jo kinne my hjir net hâlde, hwant ik moat noch opfarre nei de Heit. Mar gean nei myn bruorren, nei de alve, en siz tsjin harren, dat ik opfar ta myn Heit en jimme Heit, ta myn God en jimme God.’

Maria riisde daliks oerein; nei hwat Jezus sein hie, bigriep se, dat it noait wer wurde koe lyk as earst, dat hja noait wer mei him opgean soe nei de hege Feesten, mar har blydskip wie der net minder om. Hoe't it koe wist se net, mar hja leaude fêst, dat er dochs altyd tichte by har bliuwe soe, ek al koene har eagen him net mear sjen en har earen him net mear hearre. Hja hie wol graech by him bliuwe wollen, der wiene safolle dingen dy't hja net bigriep en dy't hja him freegje woe, mar nou't hja him goed oanseach, bigriep se, dat it net mear koe. Hy wie oars as foar syn dea, suver as wie syn lichem forhearlike: net op dizze sûndige ierde, mar boppe, by God yn 'e himel, soe nou to-nei syn plak wêze. It soe net goed wêze, as hja him hjir op ierde hâlde woene.

Noch ien kear seach se nei him, doe roun se fluch it hôf út en de stêd yn. By alle discipelen brocht se it bliid birjocht, mar allinne Johannes en Petrus leauden it; de

oare njoggen skodhollen drôvich en seine, dat it net wier wêze koe. It foel har al ôf, mar har greate blydskip waerd der net minder om.

Reis nei Emmaüs
256

Yn 'e iere moarn fan dyselde Snein wiene twa fan Jezus' discipelen op reis gien, it Noarden yn, nei it doarp Emmaüs, dat wol fjouwer ûren rinnen fan Jeruzalem ôflei. Hja hearden net by de alve learlingen, dy't altyd by Jezus wiene, mar hja hiene dochs al heard hwat de froulju fortelden en hja wisten ek al, dat Petrus en Johannes it grêf leech foun hiene. Dat de Heare opstien wie út 'e deaden, en dat dêrom it grêf leech wie, dat koene se net leauwe. As hja noch hoop hawn hiene dat de Master libbe, dan wiene se fansels to Jeruzalem bleaun. Mar nou dreau it wurk wer en moasten se nedich nei hûs. Miskien wie dat ek mar it bêste en koene se sa noch it gaust forjitte, hwat hja trochmakke hiene dizze lêste dagen.

It wie stil op 'e wei en hja praetten lûd oer alles hwat der bard wie. Noch gjin wike wie it lyn, dat de Heare syn yntocht yn Jeruzalem dien hie en nou wie alles al foarby. Hja hiene fêst tocht, dat hy de Messias wie en dat er op dit Feest it keningskip oangean soe, mar nou wie it wol dúdlik, dat hja har forsind hiene: de Kristus Gods koè net hingje oan it krús en stjerre en bigroeven wurde.... En dochs wie er gjin gewoane rabbi en gjin forlieder, lyk as de oerpreesters mienden! Noch noait hie in minske sokke wûnders dien, noch noait earder hie in learaer yn Israël sokke wurden sprutsen. In great profeet, dat wie er yn elk gefal, mar *de* Profeet, né, dat koe er net wêze! ‘Ear't Abraham wie, bin ik....’, sa hie er it sels in kear sein op it timpelplein en nou wie er dochs net mear as in minske, dy't stoar yn 'e bloei fan syn jierren. En nei syn wrede dea foun syn lichem noch gjin rêst: it grêf wie leech en hwa wist, hwat der bard wie mei syn lyk. De froulju, dy leauden fêst, dat er opstien wie, mar hwa soe ôfgean op sokke forhalen? As der noch ien fan de alve by west hie - mar froulju....

* * *

Doe wiene der ynienen fuotstappen njonken har en in reizger roun mei har op. Sa fol wiene se fan alles dat der bard wie mei Jezus, dat hja him net iens heard hiene. Suver kjel rounen se troch en seine neat. Yn gewoane omstannichheden soene se bliid west ha mei selskip op 'e lange mars, mar nou wiene se leaver allinne. Hja koene net sa mar oer gewoane dingen prate, dêr wie har fortriet to great foar en oer de dingen dy't har sa nei oan it hert leine, doarsten se net bigjinne tsjin ien, dy't hja noait earder sjoen hiene.

En doe ynienen frege de frjemdeling: ‘Hwer hiene jimme it dochs sa drok oer ûnderweis?’ De beide mannen bleauwen stean, forslein en drôvich. Hoe koe er nou sa'n fraech dwaen? Bigriep er dan net, dat hja in great fortriet hiene, sa great, dat hja der net oer prate koene mei frjemden? Of wist er dan net hwat der foarfallen wie? En ien fan har, Kléopas, sei forheard: ‘Binne jo dan allinne in frjemdling yn Jeruzalem, dat jo net witte, hwat dêr dizze dagen bard is?’ De ûnbikende seach har freonlik oan en frege: ‘Hwat wie dat dan?’ Syn lûd wie sa fortroulik, dat hja net bang mear wiene en earnstich seine se: ‘Wy hiene it oer Jezus, de rabbi fan Nazareth, in great profeet foar God en foar it folk; hy wie machtich yn died en wurd, mar de lieders fan ús folk hawwe him oerlevere en him krusige. Mar wy hiene tocht, dat er de Messias wie, dy't Israël forlosse soe, en nou is it ynpleats de tredde dei al, dat er bigroeven is. Dat jo kinne jo yntinke, hoe't it der mei ús foarstie en nou hawwe der fan 'e moarn froulju by it grêf west en dy kamen al ier by ús en fortelden dat hja twa ingelen sjoen hiene en dat Jezus opstien wie. Letter hearden wy noch dat ek in pear fan syn learlingen nei it hôf west hiene en dat it wol leech wie, mar der wiene gjin ingelen en him seagen se net.’

Hja seagen fol spanning nei de frjemdling op. Hwat soe er nou sizze? Wist er nou wier noch neat fan dy dingen, dêr't de stêd Jeruzalem fol fan wie? De ûnbikende sei strang: ‘O jimme ûnforstannigen, leauwe jim nou noch net hwat de profeten sein hawwe? Mòast de Kristus al dy dingen net lije, ear't er yngean koe ta syn hearlikheit?’

Kléopas en syn freon stiene forbjustere. Wist er dan wòl hwat der bard wie mei Jezus en leaude er dan àl dat de Heare opstien wie? Doe hearden se him sizzen: ‘Lit ús fierder gean en ik sil jimme alles útlizze.’ Hja knikten bliid en kamen njonken him, elk oan in kant. Doe't er bigoun oer de Skriften, wie it as hiene se him lang al kennen.

Hy lei har út, dat Mozes yn 'e woastine de Wet des Heare bikend makke hie oan it folk, mar dat gjin minske, sels de greatste en de hillichste net, dy geboaden oait hâlde koe. Altyd wer foelen Adams bern yn it kwea en noait soe Gods Wet folslein folbrocht wurde, of der moast Ien komme, dy't net allinne in minske wie, mar tagelyk ek God. En dat wie Jezus, de

Emanuël dêr't de profeet fan sprutsen hie. In minske wie er, lyk as hjasels, dat hy koe lije en stjerre, mar om't er ek God wie, koe gjin grêf en gjin dea him hâlde.... Hja tochten, dat de Messias net stjerre koe, mar hiene se dan noait yn it boek fan Jesaja lêzen: ‘as in laem waerd er to slachte laet?’ en ‘syn siele hat er útgetten yn 'e dea?’ Net om syn eigen sûnden hie er de dea fortsjinne, mar hy moast stjerre om de sûnden fan syn folk. Mozes hie it folk oplein om to offerjen en sûnt wiene alle ieuwen troch de offerdieren slachte, mar koe it bloed fan skiep en bokken wol oait de sûnden fan 'e minsken weinimme? Wie it noait by har opkommen, dat der ien kear oar bloed floeije moast as it bloed fan bisten? En dat wie nou bard, dy deis op Golgotha, it bloed fan Gods eigen Soan, dat reinige fan alle sûnden.... Mar al wie it dan wier, dat de Kristus lije en stjerre moast, dêrom soe er likegoed as kening hearskje. Ek fan syn keningsgloarje hiene by âlds de profeten sprutsen en elk wurd soe nei komme op Gods tiid. Troch lijen ta hearlikheit, sa wie it gien mei Jezus, en sa wie it fan âlde tiden ôf foarsein....

‘....sa seinge er it brea en bigoun it om to dielen.’

En al mear wurden út 'e Skriften brocht er by, teksten út 'e boeken fan Mozes, út 'e psalmen en de profeten en alles dat earst tsjuster wie en ûnbigryplik, waerd dúdlik en klear. De beide discipelen forgeaten alles om har hinne, hja wisten fan tiid noch ûre mear, fan honger noch wurgens en harken mar. Noch noait hiene se sa de Skriften útlizzen heard; it wie as gyng in nije, blide wrâld foar har iepen. Nou wisten se, dat Jezus dochs de Messias wie; syn wurk wie nèt mislearre, it keninkryk der himelen wie dochs bigoun.

* * *

Noch foar't hja der erch yn hiene, wiene se to Emmaüs, by it hûs dêr't hja wêze moasten. De frjemdling sei in groetenis en woe fierder gean, mar hja fregen mei greate klam, oft er mei har ite woe. De sinne wie al oer it hichtepunt hinne - ‘it bigjint al to jounjen’, lyk as se yn it Easten sizze - en hy moast earst it middeismiel brûke, ear't er fierder gyng! Hja hâldden sa lang oan, dat er net mear wegerje koe en wiisden him it eare-plak oan 'e ein fan 'e tafel. Hy lei der net tsjin yn en as wie it syn eigen hûs, sa seinge er it brea en bigoun it om to dielen.

Earbiedich seagen se nei him en doe wie it oft God har de eagen iepene en hja wisten, dat it Jezus sels wie. Hoe koe it dochs, dat hja dat niist net sjoen hiene, al dy tiid dat er mei har oproun wie? It wie sa dúdlik to sjen, ek al wie er nou oars as foar syn forstjerren. Mar nou soene se it goed meitsje en him hulde dwaen. Hastich riisden se oerein, mar ear't hja hwat sizze koene, waerd er foar har eagen wei. Lang sieten se dêr en seagen nei it plak dêr't er sitten hie, nei it brea, dat er seinge hie en it wie as hearden se noch it lûd fan syn stim. Doe roun har hert fol fan in greate blydskip. De Master wie opstien, hy libbe en hja soene him wersjen! En nou bigriepen se alles: it krús, syn wûnder stjerren, it grêf en it hôf fan Jozef en syn opstanning de tredde deis. Ien ding allinne wie ûnbigryplik: dat hja him dêr bûten net daliks koene. En dochs hiene se doe daliks al witten, dat it gjin gewoane reizger wie. ‘It baernde ús ommers al yn, doe't er ûnderweis ta ús spriek en ús de Skriften útlei....’

* * *

Doe ieten se earbiedich it brea, dat de Heare har brutsen hie en seine: ‘Kom, lit ús weromgean nei Jeruzalem en it de oare discipelen fortelle.’ It waerd wer in mars fan fjouwer ûren, mar fan klearebare blidens foel it ein har koart.

Forskining to Jeruzalem
257

Doe't hja dy jouns to Jeruzalem oankamen, wiene de learlingen fan Jezus mei inkelde oare discipelen, byinoar yn in hûs fan ien fan harren. De greate poarte-doarren, dy't tagong joegen ta it romme binne-plein, wiene op it slot; nei hwat der bard wie mei de wachtsoldaten, koene de oerpreesters ek har wol finzen nimme. Hja waerden dan ek suver kjel, doe't de beide freonen kloppen en rôpen, dat hja der yn woene. Mei beevjend hert diene se iepen, mar har freze foroare yn greate blydskip, doe't Kléopas en syn freon it plein oprounen.

De beide discipelen tochten net oars as dat de alve gearkommen wiene om rou to bidriuwen oer Jezus en hja woene har daliks it blide nijs fortelle, mar ear't se noch hwat sizze koene, rôpen de learlingen har al tomjitte: ‘De Heare is wierlik opstien en Simon hat him sjoen!’ En foar de safolleste kear fortelde Petrus, dat de Heare him syn sûnden forjown hie en him noch altyd by syn discipelen rekkene en dat ek hy, Simon, ien kear it evangeelje forkundigje soe.

Doe namen Kléopas en syn freon it wurd en fortelden har fan har reis nei Emmaüs: hoe't de Heare mei har oproun wie en har de Skriften útlein hie en hoe't er sa mar wei-wurden wie nei it brekken fan it brea.

* * *

It waerd in blide joun, dêr yn dy keamer to Jeruzalem, en hja praetten lûd en drok. Mar ynienen foelen al dy drokke stimmen stil en alle eagen seagen troch de iepen doar nei bûten. Op it skymrich binneplein stie in man yn in wide mantel en seach nei har; doe roun er rjocht op har ta, de keamer yn. De beide mannen út Emmaüs bigriepen daliks dat it Jezus wie, mar de oaren waerden deadlik bang. De bûtendoarren sieten ticht en hiene net iepen west: dit koe oars net wêze as in geast! O, en nou stie er al yn 'e keamer en hy like op 'e Master, en hy wie dochs wer hiel oars. Dit wie net mear de Jezus fan earen, dy't mei har praette en mei har oan tafel gyng: dit wie syn geast, dy't kommen wie om har to straffen foar har lytsleauwigens.

De Heare seach dat hja tige bang wiene en rêstich sei er: ‘Hwerom binne jim sa ûntdien en hwerom tinke jim jim sa bang? Ik bin it sels, it is gjin geast, dy't foar jim stiet. Sjoch myn hannen en myn fuotten en as jim it net leauwe kinne, bitaest my dan; in geast hat gjin flesk en biente, lyk as ik al haw!’ Hy gyng midden tusken har yn stean en liet har de groeden sjen yn hannen en fuotten en hy sloech de mantel iepen, dat hja de woune fiele koene yn syn side. Né, bang wiene se nou net mear, mar fan blydskip koene se it noch hast net leauwe. De Heare Jezus frege: ‘Hawwe jim net hwat to iten?’ Ien helle in brette fisk en earst doe't Jezus foar har eagen iten hie, wiene se alhiel gerêst; in geast koe ommers net ite en dàt de Master mei har ite woe, wie al in biwiis, dat er net mear lilk op har wie!

Fol blydskip seagen se nei him op en setten har ta harkjen. Hy bigoun mei de groet, dy't er ek by it bigjin al sein hie: ‘Frede, jimme allegearre’ en doe sei er inkelde wurden oer har ûnleauwe. Hwerom hiene se de boaden net leaud, dy't hy har stjûrd hie: ingelen, de froulju, Maria Magdalena? Hja bûgden biskamme de holle, mar ear't hja sizze koene hoe't it har spiet, bigoun er oer hwat oars; hy wie net út 'e himel kommen om har hurd to fallen oer hwat west hie, mar om har ré to meitsjen foar de takomst.

En lyk as er it dien hie op 'e wei nei Emmaüs, sa bigoun er ek nou de Skriften út to lizzen; mei de romte fan teksten biwiizge er har, dat hy de Messias wie en dat alles dat er lit hie al fan âlds foarsein wie. ‘En nou moatte jimme yn Jeruzalem en

letter yn it hiele lân en sels oan 'e heidenen forkundigje, dat de Kristus kommen is. Lyk as de Heit my stjûrd hat, sa stjûr ik jimme út om it evangeelje to bringen troch hiel de wrâld; elk dy't him bikeart moatte jim dope, mar dy't jim wurd net oannimt en net yn my leauwe wol, dy sil forlern gean. En dat jim dy opdracht goed folbringe meije, sil ik jim de Hillige Geast jaen en dy sil by jim bliuwe, ek as ik net mear by jim bin.'

Dêrmei blies er op har en spriek: 'Untfang de Hillige Geast en wachtsje hjir to Jeruzalem en dêr sil Er op jim delkomme, lyk as ik al foar myn stjerren sein haw, en al hwa't jimme de sûnden forjowe, dy binne se forjown; hwa't jim se hâlde, dy binne se hâlden.'

* * *

Doe't er alles sein hie, waerd er foar har eagen wei. Noch lang bleauwen de discipelen byinoar, dy wûndere joun. Hja wiene sa bliid en sels dat Jezus nou wer fuortgien wie, makke har net drôvich. Syn plak wie net mear op 'e ierde, mar by God yn 'e himel, en it wie krekt as fielden se noch syn bywêzigens. Noait soene se wer oan him twivelje nei dizze dei en

it leed fan dizze Freed en Sneon like suver al wer fier ôf.

En doe tochten se der wer oan, dat der fan 'e alve noch ien miste: Thomas. Hja hiene him suver smeke om ek to kommen, dizze joun, mar hy woe net. Nou siet er dêr allinne yn syn keamer en roude oer Jezus. As er der by west hie, hwat soe er dan bliid west ha... Mar moarnier soene se him alles fortelle en dan moast er it wol leauwe....

* * *

It wie net om't er minder fan Jezus hâlden hie as de oaren, dat Thomas dy jouns net kommen wie, mar hy kòe dat moaije forhael fan 'e froulju net leauwe. Hy hie in tige swiersettich aerd en tocht altyd fan alle dingen it slimste; allinne oan Jezus hie er noait ien kear twivele en hy hie fêst tocht, dat er op dit Feest him iepenbierje soe as de Messiaskening fan Israël. En nou wie ek dit him by de hannen ôfbrutsen. In pear freeslike dagen hie er trochmakke en hy hie alle moed opjown; hy soe bliid wêze as God him weinaem. Dat er him sa forsind hie yn Jezus! Dat er in great profeet west hie, greater as Elia en Jeremia, greater noch as Johannes de Doper, dat leaude er nòch, mar de Kristus wie er net. En dochs hie er himsels de Messias neamd en de Soan fan God. Dat wie it slimste noch, slimmer as syn wrede dea oan it krús, dat syn wurd net neikommen wie....

En doe wiene de froulju kommen, bliid en optein, om to fortellen dat it grêf leech wie en dat Jezus libbe. Hy glimke drôvich. Hja moasten de Heare wol tige leaf hawn hawwe, dat hja sokke frjemde fisioenen seagen, mar hy leaude der neat fan! It wie net om 'e nocht, dat it tsjûgenis fan froulju gjin biwiiskrêft hie foar it rjocht! Hwat soe it har ôffalle, as hja ta it ynsjoch kamen, dat dy ingelen oars net west hiene as oerstjûre dreamen....

En dyselde oerdeis hiene se west om to sizzen, dat Petrus de Heare sjoen hie. Fansels Petrus! As der ien fan 'e tolve wie, dy't him de holle oeral bringe liet fan sokke frjemde forhalen, dan Simon wol. Dy wist altyd mear en koe altyd mear as alle oaren. Doe dy nachts op 'e mar wie it Simon, dy't oer it wetter roun.... en dy't yn 'e djipte sonk! En dy nachts op it binnenplein fan Kajafas.... En nou soe Jezus alle oaren foarbygean en allinne oan Petrus forskine!

‘Ik leau it net’, sei er stûf, ‘en ik woe, dat jim my mei rêst lieten. Tochten jim, dat ik it sa maklik haw, dat jim aloan dy woune wer iepenhelje?’ Doe't hja fuort wiene hie er him oerjown oan syn fortriet. Gjin ien fan harren soe oait witte, hwat er trochmakke hie. Allinne God yn 'e himel wist syn leed en syn langst, en dat er it net lang mear drage koe....

De Moandeis, yn 'e iere moarn al, wiene se der wer. Syn stille keamer wie fol fan har blide stimmen. Nou hie Jezus by har west en hy hie har de Skriften útlein en sels foar har eagen iten. Leaude er it dan nou? ‘Yn 'e mûle fan twa of trije tsjûgen....’ Sa stie it yn 'e wet fan Mozes. Op hoe folle tsjûgen ferge hy syn God, ear't er it leauwe woe?

Hy sprong oerein en forheftich rôp er: ‘As ik yn syn hannen net sjoch de groeden fan 'e neilen en mei myn fingers net fiel de wounen yn syn hannen en myn hân net liz yn syn side, dan leau ik it noait!’

In lange, einleaze wike hie er thússitten, iensum en wanhopich en faker as ien kear hiene de oaren by him west. Hy wie net lilk wurden en hie har geduldich oanheard, mar hy hie gjin bilies jown. Hy kòe it net leauwe. As Jezus opstien wie, às er de Messias wie, dan wist er ek hoe great syn langst wie en dan hie er lang al by him west! Mar hy wie net opwekke, it wie in moaije dream, oars net. En al mar wer smeken se, dat er wer by har komme soe; hy hearde der by. Judas wie der net

mear, moast der dan noch ien mist wurde fan 'e tolve, dy't de Master útkard hie? Hy skodholle drôvich. Koe hy it helpe, dat er net wie as Petrus, dat er stie by syn wurd? Hja praetten forheftich op him yn, mar yn 'e eagen fan Petrus seach er de triennen blinken; dat naem er him tige nei. Hy hie ek gjin moed mear om tsjin har yn to lizzen, hy wie sa wurch, sa deadlik wurch.... ‘Ik kom’, sei er heas, ‘Snein-to-joun kom ik.’ It spiet him letter net iens, dat er ta-sein hie: hy koe dy iensumens net langer drage.

* * *

Hja sieten yn itselde fortrek, dy twadde Snein; wer wie de bûtendoar op it slot en wer klonken har blide stimmen yn 'e wide keamer. Thomas siet der by, stil en forwêzen, in frjemd by har, dy't trije lange jierren syn freonen west hiene. Ik hear hjir net, tocht er somber, ik stean hjir bûten, hja sprekke in tael, dy't ik net forstean. Miskien wie it dochs noch better op syn keamer, allinne mei syn leed en syn langst en mei it oantinken oan trije blide jierren.

En doe, op it binneplein, seach er Jezus kommen. Hy waerd bleek en mei-iens fleach it bloed him wer nei de wangen. Syn hert sloech fûl. De Heare roun rjocht op him ta, de keamer yn. Hy bûgde de holle. Nou soe Jezus it greate fonnis sprekke en him útstjitte út 'e mienskip fan syn discipelen. Hy hie it fortsjinne! Judas.... en nou hy! Fan 'e tolve wiene der noch tsien!

‘Thomas’, spriek Jezus, ‘kom hjir by my!’ Yn syn lûd klonk in greate leafde en in djip meilijen. Thomas seach op en gyng op Jezus ta. Wie de Master

net lilk op him? Wie syn leafde sa great, dat er syn sûnde forjaen koe? De Heare stiek him syn hannen ta. ‘Sjoch myn hannen, Thomas en taest mei dyn finger de wounen yn myn hannen en fuotten en liz dyn hân yn 'e woune oan myn side en wês net langer ûnleauwich, mar leau yn my.’

* * *

De discipel Thomas stiek gjin finger út en hy roerde Jezus side net oan; it hoegde net mear, hwant hy leaude mei hiel syn hert. Hjir stie syn kening, syn Messias, né, mear as de Messiaskening fan Israël: hjir stie de Soan fan God, syn Heilân en forlosser. En bliid sei er: ‘Myn Heare en myn God!’ Hy wie fier welkommen, dizze Thomas, mar nou wie er mei ien slach alle oaren foar.

Jezus sei noch: ‘Omdatstû my sjoen hast, Thomas, dêrom leaustû my; sillich binne, dy't my net sjoen hawwe en dy't dochs yn my leauwe sille.’ En dêrmei wie ek de alfte discipel wer opnommen yn 'e rounte en gjin wurd fan forwyt kaem mear oer syn lippen. Hy kearde him nei de oaren en spriek de Frede-groet.

Forskining by de Mar
258

De alve discipelen wiene net lang mear to Jeruzalem bleaun; lyk as de ingelen al sein hiene de moarns fan 'e opstanning, wiene se meïnoar nei Galiléa reizge. De Heare Jezus hie har opdroegen om nei in berch to gean en dêr forskynde er doe oan 'e alve en oan alle oaren, dy't yn him leauden. Der wiene dy deis ek wer inkelden by, dy't earst hast net leauwe koene, dat it werklik de Heare wie, dy't foar har stie, mar doe't hja him heard hiene foel al har twivel wei en diene se him allegearre hulde.

De Heare Jezus hie har tasprutsen en foaral syn wurden oer it wurk, dat har wachte, wie de discipelen bybleaun. ‘My is jown alle macht, yn 'e himel en op ierde’, hie er sein. ‘Gean dan hinne, ûnderrjochtsje alle folken, en doop har yn 'e namme fan 'e Heit en yn 'e namme fan 'e Soan en yn 'e namme fan 'e Hillige Geast. En sjoch, ik bin mei jimme, al de dagen oant de foltôging fan 'e wrâld.’

Hja hiene dit machtich wurd net ynienen yn al syn djipte forstien, mar dat hja ta greate dingen roppen wiene, dat bigriepen se wol. Geduldich soene se wachtsje oan't de Treaster kaem, de Hillige Geast, dy't har ta-sein wie en dan, op Gods tiid, soene se har wurk bigjinne; net langer mear discipelen, *learlingen* fan Jezus, mar syn boaden, syn *apostelen*.

* * *

Doe't der lykwols wiken forrounen, foel de tiid har dochs noch lang en Petrus hie syn boat yn oarder makke en wie gien to fiskjen; Thomas en Nathanaël, Jacobus en Johannes en noch twa fan 'e alve, wiene by him yn it skip. Op in iere moarn, doe't it noch hast net ljocht wie, kamen se de mar út wei; nei in lange, drokke nacht dat hja neat fongen hiene, lieten se har stadich nei de wâl driuwe. Miskien tochten se wol oan dy oare kear, nou al wer in pear jier lyn, doe't hja ek neat fongen hiene en doe't Jezus har hjitten hie om it net jitris út to setten. Soks koe nou fansels net mear! De inkelde kearen dat de Heare noch by har kaem, gyng it om oare, heger dingen as fiskjen. Net om 'e nocht hie er ris tsjin har sein, dat hja fiskers-fan-minsken wurde soene.

* * *

Doe't hja net fier mear fan 'e kant ôf wiene, seagen se in man stean, ticht by it wetter. Yn 'e skimermoarn koene se net sjen hwa't it wie. En doe't er lûd rôp: ‘Berntsjes, hawwe jim ek hwat fisk by it iten?’, hearden se noch net, dat it Jezus wie. Hja rôpen werom: ‘Né, wy hawwe neat.’ De Heare antwurde: ‘Bring it net út oan 'e rjochterkant fan it skip, en jim sille fange.’

De discipelen seagen elkoar binijd oan. Hoe wist dy man dêr oan 'e wâl, dat der sa tichteby fisk siet? Wie it immen, dy't ek wol fiske op 'e mar, of seach er miskien yn it kleare wetter in skoal fisken, dy't hja net sjen koene? Yn elk gefal koe it gjin kwea, dat hja it bisochten. Fluch brochten se it net út en doe't hja it ophelje woene, wie it fol fisk. Safolle siet der yn, dat hja it net oan boart nimme doarsten; it soe skuorre fan 'e swiere fracht en dan wiene se ek de fisken kwyt. It wie better, dat hja nei de wâl fearen en it net troch it wetter sleepten.

* * *

Johannes en Petrus stiene nêstinoar op it skip en doe't Johannes it wûnder seach, it folle net nei in

nacht dat it net fange woe, sei er: ‘Nou wit ik hwa't dêr stiet: it is de Heare sels!’ Simon Petrus leaude it daliks. Hwa oars as Jezus koe sa'n teken dwaen en de fisken fan 'e mar yn har netten driuwe? Mar dan stie de Heare dêr nou to wachtsjen en mei it skip skeat it net op, nou't hja net mear roeije koene! Hy birette him net; fluch sloech er de mantel om, dy't er by it wurk ôflein hie en sprong yn it wetter. Sa wie er fan allegearre it earst by Jezus.

Op 'e wâl baernde in koalfjûr mei fisk en brea, mar foar acht mânlju wie der neat to folle. ‘Helje hwat fan 'e fisk, dy't jim fongen hawwe’, sei Jezus. Petrus gyng nei it skip, dat nou foar de wâl lei en meiïnoar hellen se it net op. Der sieten hûndert trije en fyftich greate fisken yn; dat it lichte net net skuorde wie in wûnder apart.

* * *

Fuort letter sieten se mei syn achten om it fjûr en Jezus spriek: ‘Kom, lit ús meiïnoar ite.’ Nou wie it suver wer as yn dy earste dagen, doe't hja mei him gyngen troch Galiléa en hja faek bûten ieten. Jezus wie wer de gasthear en hy dielde it brea om en de fisk, de spizen dy't er sa wûnderlik rémakke hie, op dit fjûr oan 'e kant fan it wetter.

Dizze kear hie er him net bikend makke, mar it wie ek net nedich, hwant alle sawn bigriepen se wol, dat hy it wie. It iten smakke skoan nei sa'n lange nacht en earst doe't hja sêd wiene, bigoun Jezus oer it doel fan syn komst. Fuort de Sneins fan syn opstanning hie er al mei Petrus praet en him syn sûnde forjown, mar de oaren moasten ek witte, dat alles nou wer goed wie en dêrom woe er nou mei him prate en him yn it bysûnder roppe ta it apostel-amt. Net mei strange wurden en mei forwiten soe er Petrus oankomme, mar lykwols soe er it fiele, dat er in great kwea dien hie.

‘Simon, soan fan Jonas’, spriek er earnstich, ‘hastû my mear leaf as de oaren?’ Biskamme bûgde Petrus de holle. Nei dy nacht by it fjûr wist er it wol better! Hoe hie er him oait sa boppe de oare discipelen sette kinnen? It wie goed, dat Jezus it him frege, dêr't syn freonen bysieten: hy hie hàr ek ûnrjocht dien mei dy greatske wurden yn 'e Peaske-seal. En démoedich sei er: ‘Né Heare, mar jo witte, dat ik fan jo hâld!’ Jezus antwurde: ‘Weidzje myn lamkes.’

Petrus doarst net wer opsjen. De Master wist dus fan syn leafde en hy mocht, lyk as de oaren, syn apostel wêze!

En wer naem Jezus it wurd. ‘Simon, soan fan Jonas, hastû my leaf?’ Al wer dy fraech! Mar hy hie it fortsjinne en sunich sei er: ‘Ja, Heare, jo witte dat ik fan jo hâld!’ Jezus sei tsjin him: ‘Hoedzje myn skiep!’

* * *

It wie stil en Petrus wachte fol spanning. Nou soe de Heare it dochs net wer freegje? Hy koe ommers dochs gjin oar antwurd jaen? Mar it wie wier, dat er Jezus trije kear forsake hie en miskien moast er nou ek trije kear syn leafde sizze.

En dêrmei frege Jezus jitris: ‘Simon, soan fan Jonas, hâldstû fan my?’ Petrus bûgde noch djipper; hy krige in kleur en de triennen baernden yn syn eagen. Hwat koe er nou noch sizze, de tredde kear? It wìe wier, dat er Jezus leaf hie; hy hâldde fan him mei hiel syn hert. ‘Ja, Heare’, sei er smeekjend, ‘jo witte alle dingen, jo witte dat ik fan jo hâld!’ En wer sei Jezus: ‘Weidzje myn skiep.’

En nei dizze kear frege er net wer; trije kear wie genôch foar de discipel dy't him trijeris forsake hie. Mar hy hie noch al mear to sizzen tsjin Petrus, krekt tsjin Petrus dy't sa bang west hie yn it hûs fan Kajafas en dy't ien kear stjerre soe as in held, in martler foar de saek fan Gods keninkryk. ‘Wiswier, wiswier siz ik dy’, spriek er

earnstich: ‘doestû jong wiest, diest de gurle om en gyngste dêrstû woest, mar op dyn âlde dei silstû de hannen útstekke en in oar sil dy gurdzje en dy bringe dêrstû net wolst.’

Petrus bigriep hwat Jezus bidoelde: hy soe âld wurde, mar oan 'e ein fan syn libben soene de fijannen him nimme en him bine en him deadzje. ‘Gurdzje’, hie de Heare sein; sa neamden de Romeinen it as hja in kruseling mei touwen oan 'e krúspeal bounen. Hy seach him sels al hingjen, mar hy wist nou, dat er alles foar Jezus oer hie, dat er alles, ek it slimste, drage koe.

Hy hearde Jezus sizzen: ‘Folgje my’ en mei de oaren gyng er achter de Heare oan. Johannes en hy rounen it tichtst by him en doe waerd er nochris wer de âlde Petrus, dy't alles mar sei, hwat er tocht en dy't alles mei regelje woe. ‘Heare’, sei er, wylst er nei syn freon wiisde, ‘mar hoe komt it dan letter mei him?’ Jezus seach him forwitend oan. ‘Al woe ik, dat Johannes noait stjerre soe, Petrus, dan gyng it dy noch net oan! Folgje dû my en sit net oer de oaren yn!’

Biskamme roun Petrus fierder en sei neat mear.

* * *

Letter seine de oare discipelen, dy't ek dit wurd wer net goed bigrepen hiene, dat Johannes libje soe oan 'e Oardielsdei ta. Fansels hie Jezus dat net bidoeld en Johannes sels hie it sa ek net opfette; yn syn Evangeelje hat er dat letter dúdlik sein.

Himelfeart
259

It wie de fjirtichste dei nei de opstanning en yn de selde boppeseal to Jeruzalem, dêr't de Heare Jezus nou al twa kear forskynd wie oan syn apostelen, wachten se wer op him. Mar dizze kear wie it net de alve allinne, dy't gearkommen wie, mar allegearre dy't yn him leauden en to Jeruzalem wiene, meiïnoar sa'n hûndert tweintich man. Ek de froulju dy't Jezus folge wiene út Galiléa, wiene der en syn mem Maria en, foar de alderearste kear, de bruorren fan Jezus, de fjouwer soannen fan Jozef en Maria.

Oant nou ta hiene de healbroers fan Jezus net yn him leauwe wollen; der hie in tiid west, dat hja him mei alle gewelt fan syn wurk ôfhâlde woene, mar nou wiene se alhiel foroare. Yn dizze wiken nei de Opstanning wie Jezus oan Jakobus, de âldste fan 'e bruorren forskynd en sûnt dy blide dei leauden se alle fjouwer, dat hy de Messias wie. Nou hearden se ek by de rounte fan 'e discipelen en wiene heech yn oansjen, om't hja famylje wiene fan de Master. En lyk as al dy oaren, wachten se nou mei spanning, dat hy komme soe.

Hwant dizze kear kaem Jezus net ûnforwachts: hja wisten, dat er hjoed mei har ite soe en dat hja him allegearre sjen en hearre soene. Hja wisten ek, dat it de lêste kear wêze soe en dat wie suver in skaed oer har blydskip. Hwant al bigriepen se wol, dat it sa net bliuwe koe, en dat syn plak by God yn 'e himel wie, it gemis soe der net minder swier om wêze!

Mar doe't de Heare yn it formidden kaem, op it eareplak by de tafel en har seinge, doe forgeaten se alles en wiene allinne mar bliid. Dat er net allinne mei har prate woe, mar dat hja mei him ite mochten, dat wie har in teken, dat hja foar altyd by him hearden, dat er sels noch by har wêze soe, - hoe, dat wisten se sels net - as er opfearn wie nei de himel.

Oan 'e ein fan it miel spriek er har noch foar it lêst ta en hja harken mei stille oandacht. Jitris lei er har op dat hja letter oeral syn wurd en evangeelje forkundigje moasten, mar dat hja earst de Hillige Geast ûntfange soene. ‘Jim witte noch fan Johannes de Doper, hoe't dy jim doopte mei wetter, en dat er tsjin jim sei, dat der Ien komme soe, dy't doopte mei de Hillige Geast en mei fjûr. Dy Iene, dat bin ik en it sil nou net folle dagen mear duorje, dan sille jim doopt wurde mei de Hillige Geast. Bliuw dan yn Jeruzalem en wachtsje geduldich; twivelje net oft it wol komme sil, hwant ik haw it jim sein yn myn Heite namme.’

En dêrmei naem er de apostelen mei, de stêd út, nei de Oliveberch. Earbiedich rounen se efter him oan op dizze lêste tocht. It wie deselde wei, dy't se lâns gien wiene nei Jeruzalem, de Sneins fan 'e keninklike yntocht. Doe wie der in greate skare folk, en palmen op 'e wei en it bliid ‘hosanna’ fan 'e Galiléers; doe hiene se dreamd fan striid en forlossing en fan keningshearlikheit en it wie útroun op it krús en in bigraffenis. Mei ien slach wie al har hope forflein.... En nou wie alles dochs noch goed kommen; nou wie Jezus opstien út 'e deaden en hy wie dochs de Messias, de Kristus Gods. Hy gyng nou by har wei, mar ien kear soe er wer komme op 'e wolken fan 'e himel, de kening fan 'e hiele ierde! Dan soe er dochs noch it keningskip oangean en Israël soe heech en hearlik wêze mids de folken en alle heidenen soene bûge foar him! As it mar net al to lang mear duorre....

In pear dy't tichte by him rounen, fregen: ‘Heare, sille jo nou mei gauwens it keninkryk oer Israël oprjochtsje?’ Fol blide hope seagen se nei him op en wachten op syn antwurd. Hja hiene al hwat leard, dizze fjirtich dagen dat er sa mar delkaem út 'e himel en dan wer foar har eagen weiwaerd, en hja bigriepen wol, dat it keninkryk fan Jezus Kristus hiel oars wêze soe as de Farizeën learden, hiel oars ek as de

Seloten dreamden. Hja tochten net mear oan in Messias, dy't mei it swurd yn 'e fûst, oan it haed fan syn folgers de Antonia-stins bistoarme, of de mars nei Rome weage, mar dat it in keninkryk oer Israël wêze soe en dat it âlde lân it greate midpunt wêze soe fan 'e ierde, dat tochten se fêst. En nou woene se sa graech witte, hoe lang it noch duorje soe en hoelang hja noch geduld dwaen moasten.

Noch ien kear naem de Heare Jezus it wurd. Hja moasten leare, dat nou alles oars wurden wie en dat fan nou ôf oan alle minsken, út alle folken, frij ta him komme mochten. Ieuwen lang hie Israël it útkard folk west, ieuwen lang gyng de wei nei God oer Jeruzalem, dêr't Er wenne yn 'e timpel, mar nou soe de timpel weinommen wurde en Jeruzalem soe yn flammen opgean en alle folken soene him like nei wêze. Ek dat koene se nou noch net bigripe, mar hy soe it har dochs sizze en it soe syn lêste wurd wêze, dat hja noait wer forjitte soene. ‘It komt jim net ta to witten de tiden en de gelegenheden dy't de Heit oan himsels hâlden hat, mar jim sille krêft ûntfange, as de Hillige Geast oer jimme komt, en jimme sille myn tsjûgen wêze en

myn evangeelje forkundigje, earst yn Jeruzalem en dan yn Juda en Samaria en dan oant ierdryks einen ta.’

En doe, wylst dat machtich wurd yn har delgyng, seagen se, dat Jezus opnommen waerd en foar har eagen omheech gyng. Hy waerd net sa mar wei, lyk as de oare kearen, mar hja koene him sjen: syn mantel, syn antlit, syn seingjende hannen. Doe't er al heger gyng, kaem der in wite wolk, dy't him opnaem en wei-waerd yn it blau fan 'e himel....

* * *

Hja seagen al neat mear, doe stiene se noch omheech to sjen. Nou wie Jezus net mear op ierde, it soe stil wurde en leech, sûnder him. En dêrmei stiene der twa ingelen by har yn blinkende klean en seine: ‘Jimme Galileeske mannen, hwat steane jim dêr en sjogge op nei de himel? Dizze Jezus, dy't by jim weinommen is yn 'e himel, sil werom komme, sa't jim him opfarren sjoen ha.’

Doe bigriepen se, dat hja net drôvich wêze mochten en dat God har net forjitte soe, ek net nou't Syn Soan net mear by har wie. En moedich gyngen se werom nei Jeruzalem, nei deselde boppeseal dêr't hja mei him iten hiene en wachten op it wûnder, dat komme soe.

Boek IV: De Tsjerke

Pinkster
260

Tsien dagen wiene foarbygien, sûnt de Heare Jezus opfearn wie nei de himel, dagen fan wachtsjen en hoopjen op it wûnder dat komme moast, mar der wie neat bard. En dochs hiene se trou alle dagen byinoar west, de discipelen út Galiléa, de inkelden út Jeruzalem dy't leauden yn Jezus en, fansels, de tolve apostelen. Tolve, hwant it âlde, hillige getal wie nou wer fol: in oare discipel wie foar Judas yn it plak kommen.

Petrus, dy't yn 'e gearkomsten to Jeruzalem ien fan de lieders wie, hie it wurd nommen en sein, dat it nedich wie foar Judas in oaren-ien to kiezen; hy hie in tekst út 'e psalmen oanhelle, om to biwiizgjen, dat ek dit al fan âlds foarsein wie: ‘In oar sil syn opsjennersamt nimme.’ Mei soarch hiene se neigien, hwa't fan 'e hiele groep al fan it bigjin ôf yn Jezus leaud en mei him omgien hiene en dêrby die it bliken, dat der twa wiene: Jozef, de soan fan Sabas en in discipel dy't Matthias hiet. It wiene beide deeglike, fromme mannen, en net ien koe sizze hwa't fan har beiden it geskiktst wie; it soe it bêste wêze, dat hja de kar oan God oerlieten. Petrus die in koart gebet en doe lotten se; it lot foel op Matthias en dy hearde fan nou ôf by de tolve en hie yn alles deselde rjochten as de oare apostelen. Hja wiene allegearre bliid en tankber, dat der nou wer tolve wiene, it hillich tal fan Israëls stammen.

* * *

Dizze tsiende deis nei de himelfeart wie it de dei fan it Pinksterfeest, it âlde feest fan it bigjin fan 'e risping, as de earste bôlen bakt waerden fan it nije weet en yn 'e timpel brocht ta in tank-offer. Lyk as altyd wiene ek nou wer gâns Joaden út oare lannen to Jeruzalem kommen en wie it tige fol yn 'e stêd en 'e timpel. It wie op dizze ‘dei fan 'e earstelingen’, dat God it wûnder dwaen woe, dat Er biloofd hie. Lyk as Peaske, it feest fan 'e forlossing út Egypte, to-nei it feest fan 'e Opstanning wêze soe, sa soe Pinkster foar alle tiden it feest wurde fan 'e Hillige Geast; op it feest fan 'e earsteling-bôlen soene de earsten tabrocht wurde ta de tsjerke fan Jezus Kristus.

Al ier yn 'e moarn wiene al de discipelen nei de timpel gien om it feest mei to fieren, mar ek dêrre bleauwen se byinoar yn ien fan 'e greate sealen. En dêrre, wylst hja it yn it minst net forwachten, barde it greate wûnder: de Hillige Geast kaem út 'e himel del en kaem to wenjen yn har hert. Fansels koene minske-eagen de Geast net sjen, mar hwat hjir bard wie, mocht net forhoalen bliuwe en dêrom die God wûnders en tekens, dy't elk yn 'e timpel waernimme koe.

Yn 'e wide, iepen seal wie in machtich lûd, as in sterke stoarmwyn, dy't de hiele timpel folle en tagelyk wie der in fjûr, dat him fordielde yn lytse flammen en dat him sette op in elk fan harren. Hja wiene forslein en tagelyk waerden se wûndere bliid, hwant hja bigriepen, dat dit nou it wûnder wie, dêr't hja dizze tsien dagen op wachte hiene. Né, net de stoarm dy't gjin stoarmwyn wie en net dat fjûr dêr't gjin hier fan skroeide, koe de Treaster wêze, dy't Jezus har tasein hie, mar beide, de wyn en it fjûr wiene in symboal en in teken. De Geast wie kommen yn har hert, sa sterk as de stoarmwyn, en sa suver as it fjûr en hja koene it net swije.

* * *

En de iene nei de oare sprongen se op en bigounen God to loovjen, mar sa sterk wie de wurking fan 'e Geast, dat hja net sprieken yn har eigen tael en net yn it Gryksk, dat doe hast elk wol forstean koe, mar yn frjemde tongen. Miskien wisten se sels net iens, hwàt hja seine, mar God wist it en Hy hie der in doel by!

Hwant de discipelen wiene al net mear ûnder elkoar:

fan alle kanten kamen de minsken oanrinnen om to sjen, hwat dit bitsjutte. Hwat wûnder brûzjend lûd wie dat en hwat bitsjutten al dy tongen fan fjûr op 'e hollen fan dy Galiléers? Mar noch helte greater waerd har forbazing, doe't hja tichteby kamen en hearden, hwat dy minsken seine. Foar har wiene it net ûnforsteanbere klanken, mar allegearre, út hwat lân hja ek kamen, hearden se har eigen tael, de tael dy't hja as bern leard hiene fan har mem. In great wûnder wie it, mar it frjemdste wie noch, dat hja net fan gewoane dingen praetten, mar fan Gods greate wurken. Koe dat dan ek yn har eigen tael? Wie dan net allinnich it âld en hillich Hébrieusk, de tael fan 'e hillige skriften, geskikt om God der yn to loovjen, mar mocht dat yn 'e wurden fan al den dei? Dit wie sa great en sa nij, dat hja der ûntdien fan waerden en doe't der mar gjin ein oan kaem, - as de iene swijde foel der daliks wer in oaren-ien yn - doe seine se: ‘Sjoch, binne al dy mannen dy't dêr sprekke, gjin Galiléers? Mar hoe kin it dan, dat wy har hearre, elk yn 'e tael, dêr't wy yn berne binne? Hjir steane wy: Parten en Meden en Elamiten en ynwenners fan Mesopotamië; hjir binne feestgongers by út Juda en Kappadocië, út Pontus en Azië, út Frygie en Pamfylië, hjir binne minsken út Egypte en Lybië, Joaden en proseliten, Kretenzen en Arabieren - hwat mei dit dan wêze, dat wy har yn al dy talen Gods greate wurken forkundigjen hearre?’

En al greater waerd har binijing, al twingender har fragen; hja moàsten witte hwat dit wie, it lei har by, dat dizze dingen ek hàr oan gyngen, dat God ek hàr hwat to sizzen hie. Mar der wiene fansels ek oaren by en dy namen it har net sa nei en seine spottend: ‘Hja hawwe fêst to folle wyn hawn en binne dronken!’

As ien man riisden de tolve oerein; dit mochten se sa net gewurde litte! Net dat dy mannen hàr bispotten, wie slim, mar dat hja de spot sloegen mei de Hillige Geast, dat joech gjin pas! It wie Petrus wer, dy't it wurd naem en de skare taspriek.

* * *

‘Mannen fan it Joadske folk en jim allegearre dy't to Jeruzalem wenje, it is goed dat jimme mei fragen komme, hwant dit moatte jim witte en jim moatte myn wurden acht slaen. Fansels binne wy net dronken, sa ier yn 'e moarn: it is noch mar njoggen ûre! Mar hwat de profeet Joël sein hat, dat sjogge jim nou foar eagen. Jim kenne dat wurd: “En it sil wêze yn it lêstoan fan 'e dagen, sprekt de Heare, dat Ik fan myn Geast útstoarte sil oer alle flesk en jimme soannen en jimme dochters sille profetearje, en jimme jongfeinten sille gesichten sjen, en jimme âlden sille dreamen dreame.” Hjoed is dat wurd yn forfolling gien! Mar dan sil ek barre hwat de profeet fierder sein hat: “En Ik sil wûnders jaen fan 'e himel boppe, en tekens op 'e ierde ûnder, bloed en fjûr en reekwalm; de sinne sil yn tsjusternis foroare wurde en de moanne yn bloed, ear't de greate en trochlofte dei des Heare komt. Mar it sil wêze yn dy greate need, dat elk, dy't de namme des Heare oanropt, bihâlden wurde sil.” Nou dan, mannen fan Israël, as jimme rêdden wurde sille de deis fan it Oardiel, dan moat it al oars mei jim! Hwant jim hawwe Jezus de Nazarener, dy't de Messias wie en de Soan fan God, troch de heidenen oan it krús slaen litten, alhoewol't er safolle wûnders yn jim formidden dien hat. Mar sels dy greate sûnde kin jim forjown wurde, hwant Jezus is opstien út 'e deaden, lyk as David al profetearre hat. Hwant David seit yn ien fan syn psalmen: “Jo sille myn siele yn it deaderyk net forlitte en jins hillige sille Jo net oerjaen oan it fordjer.” Tochten jim, dat er dat sei fan him sels? Né, hwant it stiet bikend dat David wòl stoarn is en syn grêf is hjir noch altyd by jim yn dizze stêd, mar dit hat er profetearre fan Syn Soan, dy't nei him komme soe: Jezus, en dizze Jezus hat God ta Heare en Kristus makke - mar jim hawwe him oan it krús slein.’

* * *

Doe't de skare dy wurden hearde, waerden hja tige forslein. Hja leauden hwat Petrus sei en hja bigriepen, dat hja in skriklike sûnde dien hiene en bang en triljend seine se: '....Hwat moatte wy dwaen, mannen bruorren? Is der noch bihâld foar ús, dy't Gods Messias formoarde hawwe?'

En bliid antwurde Petrus: 'Jimme sille bihâlden wurde, as jim jim bikeare, hwant Jezus, dy't jim deade hawwe, hat oan it krús al jimme sûnden soend. Lit jim dan dope yn syn namme en jim sille de Hillige Geast ûntfange. Hwant oan jimme is de bilofte jown en oan jimme bern en oan allegearre dy't omfierrens binne, safolle as God der ta roppe sil.' En mei noch gâns mear wurden stie er har der op oan om har to bikearen en yn Kristus to leauwen.

En doe kamen se, de iene nei de oare, en lieten har dope. Uren lang hiene de discipelen it der drok mei en oan 'e ein fan 'e dei wiene der by de trije tûzen doopt. De tolve wiene tige bliid en tanken God foar syn greate genede. Hwant hja wisten, dat it net troch har sprekken kaem en net troch it wurd fan Petrus, mar allinne troch de wurking fan 'e Hillige Geast, dy't wenne yn har hert en har noait wer forlitte soe....

* * *

Sa bigoun op 'e dei fan Pinkster, it feest fan 'e earstelingen, de Tsjerke fan Jezus Kristus op ierde mei in skare fan trije tûzen, dy't leauden yn him.

Opskuor yn 'e Timpel
261

Net lang nei dy wûndere Pinksterdei gyngen Petrus en Johannes op in middei nei de timpel om to bidden. Doe't hja oer it foarhôf rounen, waerd der krekt in kreupele bidler ynbrocht en delset op syn wenstich plak by de koperen poarte-doarren. De man wie al oer de fjirtich, mar hy wie fan bern ôf kreupel en hie noait rinnen leard; sa kaem it, dat er ek net wurkje koe en dat er mei biddeljen oan 'e kost kaem.

Doe't de man Petrus en Johannes gean seach, hâldde er de hân op en frege om in jelmis. De apostelen bleauwen stean en Petrus wist daliks hwat har to dwaen stie: hja moasten dizze stakker helpe en him fan syn kwael genêze. ‘Sjoch ús oan!’, sei er. De eagen fan 'e bidler blonken. Dit soe in skoandere jefte wurde! Mar Petrus spriek: ‘Sulver en goud bin ik net ryk, mar hwat ik haw, dat jow ik jo: yn 'e namme fan Jezus Kristus, de Nazarener: gean oerein en rin!’

De kreupele stie net yn bistân, hy tocht net: soe it wol wier wêze, mar bliid naem er de hân dy't Petrus him tastiek en sprong oerein. En tagelyk waerden syn machteleaze skonken sterk en koe er rinne; dounsjend en springend suver gyng er mei Petrus en Johannes de timpel fierder yn.

* * *

It waerd in hiele opskuor op it timpelplein; fan alle kanten kamen de minsken der op ta en krongen om 'e beide apostelen en de bidler gear. De measten koene de man wol, om't er sa faek yn 'e timpel siet en hja wiene forslein en ûntdien oer dit machtich wûnder. Hoe koe dat nou, dat dy kreupele sa mar rinne koe? Jezus libbe net mear, mar wie der dan sa gau al wer in profeet opstien? En dy twa mannen dêr by him, dy koene it dochs fêst net dien ha?

De beide discipelen wiene rêstich trochroun nei de pyldergong fan Salomo, dêr't it sa drok ornaris net wie as op it timpelplein, mar ek dêr folge de genêzene har: hy wie sa bliid en tankber, dat er net fan har skiede koe. Mei lûde stim love en tanke er God en it duorre net lang of in skare folk stie om har hinne. Petrus bigriep, dat der dizze middei neat komme soe fan in stil gebet en dat er dizze minsken tasprekke moast. Hy hie alhiel net fan doel west om in rede to hâlden en der wie gjin tiid om der him oer to bitinken, mar hy doarst it lykwols oan: de Hillige Geast soe him de wurden yn 'e mûle jaen.

‘Jimme mannen fan Israël, hoe binne jim sa forbaesd....?’

‘Jimme mannen fan Israël’, sei er, ‘hoe binne jimme sa forbaesd en hwerom sjogge jim ús sa oan, as hiene wy út eigen krêft dizze kreupele rinne litten? Né, net wy hawwe dit wûnder dien, mar Jezus Kristus, dy't jimme oerlevere en deade hawwe en dy't nou by God yn 'e himel is, dy hat dizze man genêzen. In great kwea hawwe jim dien, doe't jim Jezus oan it krús brocht hawwe, hoewol't Pilatus him frijlitte woe, mar ik wit, dat jim it út ûnwittendheit dien hawwe en it is noch net to let om jim to bikearen en yn him to leauwen. Hwant hoewol't er stoarn is oan it krús, libbet er nou, hwant God hat him opwekke en him forhearlike en troch syn krêft stiet dizze man hjir

soun yn it formidden. Bikear jimme dan, dat jim sûnden forjown wurde meije, hwant ien kear sil er werkomme op 'e ierde om 'e sûnders to oardieljen, lyk as Mozes en de oare profeten sein hawwe. Hja sizze it ek ta jim, hwant jimme binne de soannen fan dy profeten en jim hawwe diel oan it forboun, dat God mei Abraham oprjochte hat....'

* * *

Petrus woe noch mear sizze, hy woe noch mear teksten bybringe om syn wurden wier to meitsjen, mar ûnforwachts kamen der in pear mannen op him ta en seine, dat er ophâlde moast. It wiene in pear preesters fan 'e timpelwacht en sels de kommandant wie der by. De oerpreesters hiene heard, dat in pear mannen yn 'e timpel de opstanning fan Jezus forkundigen en daliks hiene se opdracht jown om har op to heljen en foar it Sanhedrin to bringen. Dizze forkundiging moast in ein oan makke wurde, oars soe op it lêst it hiele folk noch leauwe, dat Jezus opstien wie en dat er dochs de Messias wie; hja hiene net om 'e nocht dy soldaten jild jown om to fortellen, dat syn lichem stellen wie....

Petrus en Johannes waerden net iens tige kjel, doe't hja de boeijen omkrigen en fuortbrocht waerden; it kaem har yn it sin dat Jezus sein hie, dat hja forfolging en fordrukking útstean moasten om him. Sels doe't hja hearden, dat it dy deis al to let wie om foar it forhoar en dat hja de nacht oer yn 'e finzenis bliuwe moasten, waerden se net bang. Hwat wie ien nacht yn it tichthús, by alles dat har Master lit hie? En al soe it útrinne op in strange straf, miskien wol op in giseling, dan noch soe it har in eare wêze, dat hja pine en smaed lije mochten om 'e namme fan Kristus.

* * *

De oare deis waerden hja al yntiids ophelle en yn 'e rjochtseal brocht. De kreupele, dy't nou net kreupel mear wie, stie al foar de tafel en dêrachter sieten de rjochters mei strange gesichten: Kajafas, de hegepreester, syn skoanheit Annas en noch mear út syn famylje. En dan fansels de gewoane leden, de Sadduceën en Farizeën en Wetgelearden, sawntich wize mannen om rjocht to sprekken oer twa discipelen, dy't oars gjin kwea dien hiene as in ûngelokkich man genêze.

De hegepreester bigoun mei de fraech troch hwat namme en út hokker krêft hja dizze man genêzen hiene. En wer naem Petrus it wurd. ‘Jimme lieders fan Israël en jimme âldsten fan it folk, as wy dan foar it rjocht moatte, net om it iene of oare *kwea*, dat wy dien hawwe, mar allinne om't wy in siik man *goed* dien hawwe, wit dan, dat wy dit wûnder dien hawwe yn 'e namme fan Jezus Kristus, dy't jimme krusige hawwe en dy't God opwekke hat út 'e deaden. Hwant dy Jezus wie net in forlieder, lyk as jimme mienden, mar hy wie de Messias, “de stien dy't de bouwers forachte hawwe, mar dy't fan God útkard is ta in hoekstien”, lyk as de psalmdichter seit. Allinne yn him is de sillichheit, hwant ûnder de himel is gjin oare namme, dy't ûnder de minsken jown is, dêr't wy troch sillich wurde moatte.’

It waerd stil yn 'e hege seal. Hwat Petrus sei, wie sà fan pas, dat hja der neat tsjin ynlizze koene. Der *wie* in wûnder bard, - de genêzene stie libben foar har! - dizze twa mannen *hiene* gjin kwea dien en it soe wol wier wêze, dat hja it teken dien hiene yn 'e namme fan 'e Nazarener. De hegepreester wonk nei de soldaten en Petrus en Johannes waerden bûten de seal brocht. Hja moasten wachtsje, hwat der oer har bisletten wurde soe; allinne de genêzene mocht nei hûs ta gean.

En wilens rieplachten de Sanhedristen oer de fraech, hwat der nou barre moast. It leafst hiene se de beide mannen in strange straf oplein, mar dat koe net om it folk:

hja koene dochs net bêst immen giselje litte, allinne om't er in sike holpen hie? En dochs moast der hwat oan dien wurde. Dy Jezus wie stoarn en bigroeven, mar as nou dy alve discipelen yn syn namme sprieken, dan waerd it noch folle minder. As dat wûnder mar net bard wie! Mar it wie bard en alleman yn 'e timpel hie sjoen hoe't dy kreupele bidler dounse en sprong.... Der wie mar ien wei op: hja moasten dy Galiléers sa bang prate, dat hja net mear sprekke doarsten oer Jezus en dan soe it wiffe folk fan Jeruzalem alles wer forjitte.

Doe't de beide apostelen wer yn 'e seal stiene, naem Kajafas wer it wurd. Ut namme fan it hiele Sanhedrin forbea er har om to sprekken en wûnders to dwaen yn Jezus' namme. It kaem net to pas, dat minsken dy't net iens leard hiene, it folk ûnderrjochten en noch slimmer wie it, dat hja de minsken foarhâldden, dat de Nazarener opstien wie. It mocht net wer barre en as hja it àl wer diene, al wie it mar ien inkelde kear, dan soene se strang straft wurde: it Sanhedrin hie net om 'e nocht it rjocht om oertrêdders to giseljen en, as it moast, to deadzjen!

Petrus en Johannes waerden yn it minst net bang by al dy drigeminten; hja seagen Kajafas rjocht yn 'e eagen en sprieken: ‘God hat ús oplein om to tsjûgjen fan Jezus' opstanning en jim forbiede it ús: jim moatte sels mar útmeitsje oft wy nou dwaen moatte hwat jim sizze of hwat God ús oplein hat: yn elk gefal kinne wy neat bilove.’

De mannen fan it Sanhedrin forbieten har grime. Dat wiene nou in pear fiskermannen út Galiléa en dy doarsten it yn 'e kant to setten tsjin de heechste rjochters yn Israël! Hja wiene neat better as dy rebel

Jezus. En mei noch krasser wurden, mei noch slimmer drigeminten lei Kajafas har op om to swijen oer Jezus. Noch ien kear soene se har gean litte, mar as it wer harde, kamen se der net wer sa maklik ôf!

Doe't de beide apostelen de seal útrounen seach er se nei. Fansels diene se it wer, dêr koe er dy Galiléers wol foar! Mar dan wie ek meiïens har fonnis tekene! Nou koene se har net straffe, mar as hja har net steurden oan it gebot fan 'e Hege Rie, dan stiene se wol skuldich. Hjà krigen gjin trije jier tiid om it folk to forlieden. Wacht mar!....

* * *

Doe't Petrus en Johannes yn 'e seal kamen dêr't de alve en noch mear oaren gear wiene, fortelden se hwat der bard wie. De bruorren wiene tige bliid, dat hja wer frij wiene en dat de oerpreesters har neat dien hiene, mar elk bigriep wol, dat dit mar in bigjin west hie en dat it sa net bliuwe soe. De Heare sels hie har al foarsein, dat hja om syn namme lije moasten en as it wêze moast, wiene se ré om alles foar him to dragen, sels de dea.

Ien fan 'e mannen riisde oerein. ‘Lit ús bidde’, sei er, ‘dat wy sterk wêze meije en trou as de forfolging komt.’ En troch de stille seal gyng it lûd fan syn smeekjen: ‘O Heare, de keningen fan 'e ierde binne opstien en de oersten spanne gear tsjin de Heare en tsjin syn Kristus. Hwant yn dizze stêd spanne beide, Herodes en Pilatus, mei de heidenen en it folk fan Israël, gear tsjin jins hillige Tsjinner Jezus, dy't Jo salve hawwe, mar hja kinne oars net dwaen as hwat Jo al fan âlde tiden ôf bisletten hawwe dat barre soe. En nou, Heare, tink om har drigingen en jow jins tsjinners mei alle frijmoedichheit jins wurd to sprekken, en stek Jins hân út ta genêzing, dat der noch mear tekens en wûnders barre meije yn 'e namme fan Jezus.’

It bidden wie dien en tagelyk waerden se allegearre wer fol fan 'e Hillige Geast en it hûs dêr't hja forgearre wiene, skodde en beve. Doe wisten se, dat God har gebet forheard hie en dat Hy har helpe woe yn alle fordrukking dy't komme moast.

Genede en Straf
262

Nei it wûnder dat de beide apostelen yn 'e timpel dien hiene en binammen troch de rede fan Petrus, hiene wer in twa tûzen minsken har dope litten en noch alle dagen kamen der mear by. Der wie al lang gjin sprake mear fan, dat de jonge gemeente gearkomme koe yn it ien of oare gebou: der wie yn 'e hiele stêd gjin seal, dy't safolle folk bergje koe. En dochs fielden al dy minsken, dat hja byinoar hearden en hiene se altyd wer langst neiïnoar.

Dat it wie al gau wenst wurden om yn groepen gear to kommen, earne yn in seal of keamer en de apostelen gyngen fan hûs ta hûs om oeral de gemeenteleden to learen. Der wiene forskate by, dy't Jezus net sa goed kennen hiene; oaren hiene him noait sprekken heard, wer oaren hiene noait in wûnder fan him sjoen, en nou't hja yn him leauden en wisten dat er Gods Soan wie, woene se graech alles fan him witte. En de alve wiene altyd wer bliid as hja fan him fortelle mochten, fan de machtige tekens dy't er dien hie, fan 'e wurden dy't er sprutsen hie, fan syn wrede dea oan it krús en fan syn opstanning en himelfeart. Sokke tiden waerd it stil yn 'e keamer, en hja hongen oan 'e lippen fan 'e apostelen as dy fortelden fan Jezus' rede oer de lêste dingen, de ûndergong fan Jeruzalem, de fal fan 'e timpel en syn komst op 'e wolkens om to oardieljen de libbenen en de deaden. Al djipper waerd har leafde foar Jezus, al sterker har langst nei de ein fan alle dingen.

Fansels wiene de apostelen net altyd en net oan ien wei oan it wurd. Soms riisde der ien fan 'e bruorren oerein en die in gebet en fan tiid ta tiid songen se de âlde psalmen. Hwat bigriepen se dy nou al folle better as eartiids yn 'e synagoge en as men der ien kear each foar hie, hwat wie dat boek-fan-'e-psalmen dan fol fan Jezus. En de psalmen net allinne! Alle profeten hiene fan him sprutsen en hja founen him sels yn 'e boeken fan Mozes en yn al de wetten fan âld-Israël. It wie in wielde, der elkoar op to wizen en altyd wer nije dingen to finen.

* * *

It barde ek faek, dat hja in leafde-miel hâldden en meiïnoar ieten. Foar har gefoel wie dat ek in wichtich ding, like nedich as bidden en psalmsjongen; noait better as byhwannear't hja meiïnoar ieten en dronken, fielden se dat hja byinoar hearden en dat hja ien great gesin wiene: bruorren en susters yn Jezus Kristus. Sokke tiden lieten se har de spizen goed smeitsje

en ieten mei in fleurich en tankber hert. Der wie ek altyd folop en elk koe krije hwat er nedich hie, hwant dy't it goed dwaen koene namen ek mei foar de earmen: it kaem net to pas, founen se, dat de iene út 'e romte iet en fan it bêste, en dat de oare mar heal sêd waerd.

Mar it hichtepunt fan har gearkomsten wie dochs altyd wer it hillich Nachtmiel, sa't de Heare sels it ynset hie, de nachts fan syn lêste Peaske. Ien fan 'e apostelen, of as dy der net by wiene, ien fan 'e oare discipelen, briek it brea en dielde it om en nei it brea gyng de beker roun. ‘Dit is myn lichem’, spriek er dan, en ‘dit is myn bloed, dat foar mannichten forgetten wurdt ta forjowing fan sûnden’, en by dy plechtige wurden wie it, oft Jezus sels yn 'e keamer stie om har oan to sizzen, dat al har sûnden forjown wiene. Dan tochten se wer oan syn bittere dea, mar ek oan alles dat letter kommen wie: de opstanning, syn forskining en syn himelfeart en har hert roun oer fan tankberens om alles dat er foar har dien hie. En dan wisten se ek, dat hja ré wiene om ek foar him alle smaed en lijen to dragen, as it wêze moast de dea! Hwant it soe sa net altyd bliuwe, dat hie de Heare dúdlikernôch sein en dat hie ek al bliken dien, doe't Petrus en Johannes foar it Sanhedrin stiene. In twadde kear soe it har fêst sa goed net ôfgean! Hwant nou, nei dat wûnder oan 'e kreupele bidler, en nei al de oare tekens dy't de apostelen diene, achte it folk har heech en mochten se graech nei har harkje, mar ek dat soe noch wol oars wurde. De Sneins ‘Hosanna’ en de Freeds ‘Oan it krús!’ As it sa gien wie mei Jezus, hoe soe it dan oars gean mei har?

Mar dêr mochten se har nou noch net ynjaen; de tiid dy't har noch barre mocht, soene se brûke om it evangeelje fan Jezus to forkundigjen. Dat diene se trou, it meast yn 'e timpel dêr't hja alle dagen hinne gyngen. Hja wisten nou wol, dat de timpel to Jeruzalem net bliuwe soe, mar hja tochten net oars, as mei de timpel soe de ierde ûndergean en dan soe de Heare delkomme en alle dingen nij meitsje. Dat de timpel yn flammen opgean soe en dat it libben dan dochs trochgean soe, ieuwen en ieuwen oan-ien, dat koene se har net yntinke; it teken fan it foarkleed fan 'e timpel, dat skuord wie, doe't Jezus stoar, dat hiene se ek nou noch net bigrepen. Dat hja gyngen trou elke dei nei de timpel to bidden en faek sprieken se dan ta it folk yn it foarhôf. It wie har wol forbean, mar dêr lieten se it net om: as de Geast har dreau ta sprekken, dan soe gjin driging fan minsken har der fan ôfhâlde....

* * *

It spriek fansels, nou't de gemeente sa great wurden wie, dat der allerhanne soarte minsken by hearden: âlden en jongen, mânlju en froulju, riken en earmen, frijen en slaven, en dan fansels gâns mear earmen as lju mei jild. Mar ek dat wie gjin biswier: hja fielden har ien yn har leafde ta Jezus; de riken seagen net út 'e hichte del op hwa't it sa goed net dwaen koene en dy skammen har har earmoede net en namen tankber oan, hwat de apostelen har joegen. Fan it bigjin oan hie it al sa west, dat de tolve soargen foar de earmen en foar elk dy't net rounkomme koe en der hie altyd noch jild genôch west om elk to helpen.

Der hearde by de gemeente in man, dy't op Cyprus wenne hie, in Levyt fan komôf, mei de namme Jozef, dy't lân hie by Jeruzalem. Doe't er hearde, dat de apostelen jild brek wiene om de earmen en de widdouwen to helpen, wie er hinnegien en hie in stik lân forkocht; de opbringst, in flink bidrach, hie er by Petrus brocht, dat hy koe mar omdiele mei de romme hân. Fansels founen se dat allegearre tige moai en sûnt hie Jozef de bynamme Barnabas krige, dat sokssahwat bitsjut as ‘Soan-fan'e-fortreasting’. Mar der wiene mear, dy't alles foar de saek fan Kristus oer hiene en fan tiid ta tiid forkochten ek oaren fan har bisit en leine it jild oan 'e fuotten

fan 'e apostelen. En net allinne de gemeente wie der bliid om, dat hja safolle foar de earmen diene, mar ek it folk fan Jeruzalem hearde it en wie forslein, dat dy folgelingen fan Jezus sà mei elkoar libben en elkoar sà leaf hiene en mei greate earbied sprieken se oer de tolve en oer de oare foaroanmannen.

Mar it wie yn dyselde tiid, dat in pear leden fan 'e gemeente in great kwea diene en dat God de Heare delkaem mei syn oardiel. Hwant net allegearre, dy't har dope litten hiene, hiene alles foar Jezus oer en ek yn 'e jonge Tsjerke wurke de sûnde, dy't wennet yn alle minskeherten.

* * *

Der wenne doedestiids yn Jeruzalem in man, dy't Ananias hiet. Hy en syn frou Saffira koene it goed dwaen en hiene tichte by Jeruzalem in stik lân, dat har eigendom wie. Hja hongen tige oan har bisit, dizze beide minsken, mar dat bitsjutte net, dat hja gjin each hiene foar oare, heger dingen: hja hiene har dope litten en kamen tige trou yn 'e gearkomsten fan 'e gemeente. Dêr gyngen se, lyk as alle oaren, mei oan it nachtmiel, hja hearden mei greate earbied nei de apostelen en songen út in bliid hert de psalmen mei. Dat gjin ien fan 'e discipelen wist, dat hja dochs noch fêst sieten oan 'e dingen fan 'e ierde en dat de leafde ta Jezus har net it iene en it heechste wie. Hja wisten it sels ek net....

Doe't der al mear gemeenteleden kamen, dy't it foarbyld fan Jozef folgen en har fêstichheden forkochten om it jild oan 'e earmen to jaen, tochten Ananias

en Saffira, dat hja ek hwat dwaen moasten. Fansels koe net ien it har oplizze, mar as al de oaren it diene, koene hja net bêst binefter bliuwe; it soe lykje as hiene se neat foar de earmen oer.

Dat op in goede dei forkocht ek Ananias in stik lân en om't it sa ticht by de stêd lei, die it in goede priis: syn frou seach der suver nij by op, doe't er it úttelde op 'e tafel. It wie hast in griis om al dat jild wei to jaen. It koe fansels ek sà, dat hja net alles fuortbrochten, mar in diel foar harsels hâldden; net ien koe der hwat fan sizze, it wie har eigen jild.... Oan 'e oare kant wie it ek wer sa, dat Jozef àlles jown hie: hy hie syn prachtige bynamme net sa mar krige! En as hja dan kamen mei in diel, de helte of noch minder, dan like it mar hwat earmoedich. It wie moaijer, as hja de pong mei jild oan Petrus joegen, dat hja sizze koene: '....en al dat jild bringe wy jimme!'

Dat sa praetten se doe ôf: hja soene de folle som jaen, mar doe't it de oare deis wêze soe, koene se der dochs net ôfsjen. As hja dochs ris in diel sels hâldden en dan seine, dat it alles wie? It wie miskien net earlik, mar hwa hie ek tinke kinnen, dat it lân sa djûr wêze soe? It wie forgees to folle en sa ryk wiene se ek wer net! Doe't hja der goed oer praet hiene, like it al sa slim net mear. It hoegde ek noait út to kommen, as hja goed oppasten: de man dy't it kocht hie, hearde net by de gemeente, dat as hja sels neat seine, wist gjin ien it....

* * *

Dy middeis gyng Ananias al yntiids op stap; Saffira kaem dan letter wol, as it wurk oan 'e kant wie. Hy roun rjochtop, mei greate stappen. De apostelen soene wol bliid wêze en de hiele gemeente soe har priizgje. En it wie lykwols noch in flinke som, de learene pong woech der suver yn!

Doe't er foar Petrus stie, foar yn 'e seal, fielde er hoe't alle minsken nei him seagen. Syn hert sloech greatsk. En sa lûd, dat elk it hearre koe, sei er: 'Sjoch, ik haw in stik lân forkocht en wy hiene ornearre, myn frou en ik, dat jimme de opbringst ha moasten. Hjir is it, de folle som.' Hy bûgde him en sette de pong foar Petrus del. En noch bigriep er net, dat er in slimme sûnde dien hie.... Hy wachte rêstich, dat Petrus him bitankje soe.

Mar Petrus wie net bliid mei dit jild. De Hillige Geast spriek yn syn hert: It is net wier, hwat Ananias seit, it is de folle priis net: hy hat in leagen sein yn it formidden fan 'e gemeente, in leagen foar Gods hillich antlit! En strang spriek de apostel: 'Hwerom hastû dy oan 'e Satan oerjown en fan 'e priis binefterhâlden om de Geast fan God to bidragen? As jim dat jild net misse woene, it wie dochs jim eigen en jim hiene alles hâlde kinnen! Hwerom hastû dizze leagen yn dyn hert bitocht?'

'....syn frou seach der suver nij by op, doe't er it úttelde....'

Ananias wie deadlik bleek. Nou, nei de skerpe wurden fan Petrus, wist er hoe great syn sûnde wie. Net de minsken hie er foarleagene, mar God sels! Hy die de mûle iepen en woe hwat sizze, mar hy koe gjin wurd mear útbringe. Mei in swiere slach foel er foar Petrus del. Doe't de apostelen op him ta kamen en him oerein helpe woene, libbe er al net mear.

It waerd dea-stil yn 'e seal en allegearre wiene se ûntset. Dit wie net bêst! Net de apostel Petrus hie dizze straf oer Ananias brocht, mar Godsels wie fan wegen kommen. Dyselde Geast, dy't op it Pinksterfeest oer har kommen wie, dy't har sprekke liet yn frjemde tongen en dy't har de krêft joech om wûnders to dwaen, dy strafte nou de sûnde oan ien fan harren. It wie net maklik by Gods gemeente to hearren, net maklik Syn Geast mei har om to dragen. En hja namen har foar om noch fûlder to striden tsjin 'e sûnde, om noch hilliger to libjen, om Jezus noch mear leaf to hawwen, dat it oardiel ek har net treffe soe.

Doe't de slimste skrik oer wie, bigounen in pear mânlju de deade ôf to lizzen; hja wuollen it lyk yn wite doeken en droegen it de stêd út, nei it grêf. Gjin ien hie de moed om rou to bidriuwen, gjin ien doarst mei om de deadeklacht to sjongen; dêr't God sprutsen hie, paste it de minske to swijen....

It wie trije ûren letter, doe't Saffira kaem. Hja glimke greatsk en seach om har hinne, hwêr't har man siet. Hja koe him net fine. En hwerom wiene se allegearre sa stil? Hoe seagen se har sa frjemd oan? En dêrmei hearde se, dat Petrus sei: ‘Siz ús, Saffira, dat jild dat jou man hjir brocht hat, wie dat de folle priis dy't jim bard ha?’ Hja krige in kleur. Hie har man him dochs noch forpraet? Mar dat koe net! Gjin ien koe it witte. En dúdlik sei ze: ‘Ja, dit wie de folle som!’

Petrus hie wol tocht, dat ek Saffira skuldich wie oan it bidroch en nou wist er it dan fêst. Strang sei er: ‘Hwerom hawwe jim to-gearre ôfpraet om de Geast des Heare to forsykjen? Sjoch, de fuotten fan 'e dragers, dy't jins man biïerdige hawwe, binne foar de doar en hja sille ek jo útdrage.’ Hy hie it noch hast net sein, of ek Saffira foel foar him del en stoar; dyselde middeis noch waerd hja njonken har man bigroeven.

Apostelen en Sadduceën
263

It strange oardiel oer Ananias en Saffira waerd noch dagen lang oer praet yn 'e gemeente, mar ek yn 'e stêd Jeruzalem hearden de minsken der fan en namen it har tige nei. It wie al sa frjemd dat dy apostelen sokke machtige wûnders diene: sels út 'e stedden en doarpen yn 'e omkriten kamen de siken en lammen en blinen by har en founen genêzing fan har kwalen en soms barde it, dat in hiele rige siken op 'e strjitte lei to wachtsjen; as Petrus der dan oan kaem en syn skaed foel oer har, dan wiene se better....

Mar dit mei Ananias en Saffira wie wol freeslik! Dyselde Geast dy't har de krêft joech om sykten en kwalen to genêzen, dy joech har dus ek de macht om de sûnde to straffen. Hwa't him dope liet en him by dy gemeente fan Jezus joech, dat mocht wol in tige goed en hillich minske wêze! Men soe der bang fan wurde, fan sok in Geast en fan sokke minsken.

Dat as de discipelen meïinoar nei de timpel gyngen en yn 'e pyldergong fan Salomo stiene, dan doarst it folk net iens nei har ta gean: by sokke fromme minsken wie gjin plak foar har, dy hiene rjocht op in eigen plak yn Gods hillich hûs. Allinne as Petrus en de oaren sprieken op it timpelplein, of as hja in wûnder diene, dan stiene se der allegearre by en der gyng hast gjin dei foarby, dat der gjin minsken doopt waerden.

En krekt om't de apostelen sa trou nei de timpel gyngen en har godstsjinstplichten sa goed waernamen, wiene ek de strange Farizeën har net ûngenegen. Hja hiene destiids de Heare Jezus op it fûlste hate, mar yn 'e jonge gemeente seagen se gjin great gefaer: sa'n aparte groep yn it Joadske folk koe net folle kwea, as hja de wet mar hâldden en de timpel trou bleauwen.

De Sadduceën, dy tochten der hiel oars oer! Hoe greater de gemeente waerd en hoe machtiger tekens de apostelen diene, hoe fûlder hja har haten. Hja koene it net útstean, dat it folk sa heech by har opseach en dat hja, de preesters en de âldsten, hast net mear yn tel wiene. As dit sa trochgyng, dan wie it mei gauwens dien mei har macht en ynfloed; nou like it soms al dat dy Galiléers en har oanhing baes wiene op it timpelplein en dat de pyldergong fan Salomo fan har wie! En dat wie miskien it slimste noch net, mar dy ûnsinnige dingen dy't hja learden, dêr makken se it folk oerstjûr mei. Altyd gyng it wer oer de opstanning út 'e deaden, oer ingelen en geasten, oer in ivich libben. Lyk as wie it al net moaijernôch dat de Farizeën soks leauden, bigounen nou dy Galiléers der ek noch oer. En dat sljochte folk, dy skare-dy-de-wet-net-wist, die lieten har alles mar wysmeitsje. It wie mar goed, dat hja de timpelwacht op har hân hiene, dan koene se to-minsten ta-pakke as it to slim waerd....

* * *

Op in dei doe't de tolve apostelen wer sprieken yn 'e timpel, sloegen de Sadduceën har slach: de timpelwacht sloech de hannen oan har en sette se yn 'e finzenis. De oare deis soe it Sanhedrin gear komme en dan moasten se foar it rjocht forskine. Miskien soe it noch net tafalle om 'e partij fan 'e Farizeën sa fier to krijen, dat hja in strange straf oplizze woene, mar Kajafas, de hegepreester, soe har wol oan it forstân bringe, dat dy folgers fan 'e Nazarener gefaerlik wiene. En ien ding stie fêst: hja hiene sprutsen tsjin it gebot fan it Sanhedrin yn en dêr stie yn elk gefal straf op....

De oare moarns al yntiids siet it Sanhedrin klear om rjocht to sprekken. Kajafas seach nei de doar: de soldaten koene der nou ek hast wêze mei de finzenen. En dêrmei wiene der hastige stappen; de doarren sloegen iepen en de offisier fan 'e wacht kaem op him ta. Hwer binne de Galiléers, woe Kajafas sizze, mar

de haedman sei hastich: ‘Hear, wy hawwe de doarren fan 'e finzenis sletten foun, krekt sa't it foarskreaun is en de wachten stiene op har post, mar doe't wy der yngyngen, wie de keamer leech en de tolve wiene der net mear.’

Kajafas waerd wyt fan lilkens. Nou wie alles klear om dy mannen to straffen en nou soe it noch mislearje! Dy wachten hiene har fansels ûntkomme litten en nou seine se mar gau, dat der in wûnder bard wie! Op dat pas gyng de doar wer iepen en in boade kaem de seal yn. Hy bûgde djip. ‘Sprek op’, sei de hegepreester. Dit wie gjin tiid foar plichtplegingen. De man sei syn boadskip, koart en klear: ‘Dy mannen, dy't jimme yn 'e finzenis set hawwe, dy steane nou yn 'e timpel en leare it folk.’

De hegepreester bisaude him. Soks koe men nou forwachtsje fan sokke Galiléers! Dat siet yn it tichthús, om't hja it folk leard hiene en noch mar krekt wiene se bûten, of hja diene it wer. It wie in hún foar it Sanhedrin, dat moasten sels de Farizeën ynsjen. Dizze kear soene se der net maklik ôfkomme, dy tolve apostelen.

En op 'e nij gyng in ôfdieling fan 'e timpelwacht op mars om de tolve op to heljen, mar dizze kear gyng de kommandant sels mei. Hja hiene de wapens by har, mar pasten wol op dat hja se net brûkten: it folk dat yn drommen om 'e apostelen hinne stie, soe by steat wêze om har to stiennigjen. De kommandant sei strang, dat it sprekken op it timpelplein forbean wie en dat er opdracht hie om har foar de rjochters to lieden. Fansels koene se har twinge, mar as hja rêstich mei gean woene, hoegde er har net to binen.... It wie in pak fan syn hert, doe't Petrus sei: ‘Wy moatte de machten dy't oer ús steld binne, hearrich wêze, dat wy sille frijwillich meigean.’

Fluch rounen se oer it timpelplein nei it rjochtsgebou. It folk seach har earbiedich nei en de apostelen wisten, dat hja mar ien wurd hoegden to sizzen en de hiele skare soe op 'e wachters oanfalle. Mar dat mocht net. Dizze nacht hie in ingel har bifrijd út 'e finzenis en har oplein om yn 'e timpel to forkundigjen de wurden fan it ivich libben en dat hiene se dien, mar it koe Gods wollen net wêze, dat hja it folk ta opstân oansetten. It wie nou har plicht om ek foar de hege Rie to tsjûgjen fan har Heare. Gjin ien wist, hwat har dêr wachte, mar bang wiene se net: ek foar it Sanhedrin wiene se yn Gods hân....

* * *

Kajafas seach har forgrime oan, doe't hja dêr stiene foar syn rjochterstoel. Hy frege net, hoe't hja dy nachts út 'e finzenis kommen wiene, dat koe him neat skele, mar strang sei er: ‘Hawwe wy jim net mei greate klam oplein om net wer to learen yn dizze namme, en sjoch, jim hawwe makke dat Jeruzalem der fol fan is! Jimme lizze it der op oan it bloed fan dy Jezus op ús holle to bringen.’

Ut namme fan allegearre antwurde Petrus: ‘It is wier, dat wy jimme gebot oertrêdde hawwe, mar dat wie, om't God ús oplein hie to sprekken: wy moasten mear nei Him as nei jimme harkje. En hwat de namme fan Jezus oanbilanget, dy't wy forkundigje: de God fan ús âffears hat Jezus opwekke en hat him forhearlike om Israël bikearing to jaen en forjowing fan sûnden. Hwant hy libbet, wy hawwe it mei eigen eagen sjoen en dêrom tsjûgje wy aloan, wy en de Hillige Geast, dy't God jowt oan dy minsken, dy't nei Him harkje.’

De Sadduceën sprongen oerein, it gesicht forlutsen fan grime. Dat lieten se har net sizze fan sa'n Galiléer! It wie net wier, dat dy Jezus opwekke wie, it koe net en dat lêste, dat God syn Geast allinne joech oan hwa't nei Him harken, dat sloech op har! Dy fiskerman út Galiléa forwiet de hegepreester fan Israël, dat er net nei God harkje woe! En forheftich seine se tsjin de oare riedsleden: ‘Wy hawwe dizze mannen foarbrocht om har in strange straf op to lizzen, yn 'e forhoping dat hja dan ophâlde

soene mei learen yn 'e timpel. Mar nou hawwe jimme sels heard, dat dizze minsken net oars wolle en dat hja de Hege Rie mei opset sin misledigje. Dat nou kinne wy net mear to-freden wêze mei in gewoane straf en wy easkje dat hja stiennige wurde.'

It waerd stil en alle eagen seagen nei de stuollen fan 'e Farizeën: as dy ek foar de dea-straf wiene, dan wie it lot fan 'e apostelen bisegele. De tolve sels wisten ek, dat it nou om dea of libben gyng, mar bang wiene se net.

Ien fan 'e Farizeën riisde oerein, in âld en earweardich wetgelearde, Gamaliël, dy't om syn wysheit en frommens yn oansjen wie by it folk. 'Ik wol graech dat de finzenen de seal útbrocht wurde, dat wy frij-út prate kinne.' En doe't de apostelen bûten wiene, forfette er: 'Jimme mannen fan Israël, bitink jim wol goed, ear't jim dizze minsken kwea dogge. Hwant der hawwe earder mannen west, dy't har útjoegen foar de Messias, Theudas bygelyks en Judas de Galiléer, en gâns minsken leauden yn har en folgen har yn 'e striid tsjin 'e Romeinen, mar allegearre binne se forsille en har biweging is to neate roun. Sa sil it ek mei dizze minsken gean: as har wurk út minsken is, dan sil it tobrutsen wurde. Mar it kin ek oars wêze en as it út God is, hwat hja dogge, dan sille jim it net tobrekke kinne. Dêrom siz ik jimme: bliuw fan har ôf en deadzje har net, hwant it mocht ris bliken dwaen, dat jim tsjin Godsels striden hawwe.'

Nei de wurden fan 'e wize Gamaliël, doarsten de

Sadduceën net langer oanstean op in dea-fonnis: sûnder de stimmen fan 'e Farizeeske partij soe dat der dochs net trochkomme. Mar straf moasten se al hawwe en nei koart birie waerden se it iens; de apostelen soene gisele wurde en dan mochten se frij.

Doe't hja der wer ynroppen waerden sei Kajafas har it fonnis oan. Hja hiene it wol forwachte en droegen de wrede straf mei great geduld. Doe't hja letter dy deis nei hûs gyngen wiene se suver bliid, dat hja om 'e namme fan Jezus pine en smaed drage mochten.

Fansels skikten se har net nei de eask fan it Sanhedrin: dei oan dei learden se it folk yn 'e timpel en yn 'e huzen ûnderrjochten se de leden fan 'e gemeente. Sa lang't hja noch frij wiene soene se it evangeelje bringe, hwant dat it net lang mear duorje koe en dat de fijânskip fan it Sanhedrin noch greater wurde soe, dêr twivelen se net oan. Doe't de forfolging net lang dêrnei losbriek, kaem it fan in hiel oare kant as de apostelen tocht hiene en moasten net de tolve, mar de ‘Gryksken’ it ûntjilde.

De sawn Mannen
264

Der wennen doedestiids to Jeruzalem noch al hwat minsken dy't fan komôf wol echte Joaden wiene, mar dy't berne wiene bûten Israël en de tael fan it âlde folk net sprieken. In great biswier wie dat net: hja hiene, bihalve de tael fan it lân dêr't hja berne wiene, ek Gryksk leard en dêr koe ek yn Jeruzalem elkenien him mei rêdde, mar dochs bleauwen se altyd hwat apart en seagen de echte ‘Hebreën’ wol ris hwat út 'e hichte op dy ‘Gryksken’ del. Dat hja in aparte groep útmakken yn 'e âlde timpelstêd, die foaral ek bliken op 'e sabbat: hja hiene har eigen synagogen, dêr't it Gryksk de fiertael wie, hwant de Hebreën, hoewol't hja gjin biswier hiene troch-en-dei Gryksk to praten, woene yn 'e synagoge net oars hearre as de lânstael, it Arameesk, en fansels de wijde sprake fan 'e hillige skriften.

Dy synagogen fan 'e Gryksken wiene fierder alhiel ynrjochte as alle oare synagogen: der waerd bidden en songen en elk dy't woe, koe in stichtlik wurd sprekke, mar hja diene ek gâns goed en joegen hiel hwat jild foar de earmen en de widdouwen, en dat wie ek wol nedich. Forskate Gryksken wiene minsken op jierren, dy't har saek of har bidriuw yn it frjemde lân der oan jown hiene en nou de lêste jierren fan har libben yn Jeruzalem to'n ein brochten. Inkelden wiene ryk en der wiene mear, dy't it goed dwaen koene, mar by de measten kaem it net sa rom om: hja wiene net nei Jeruzalem fofhuze út wielde, mar allinne om't hja stjerre woene yn it âlde lân. Dat as hja de kâns krigen, kochten se in stik lân by de Noardermuorre mei in rotsgrêf deryn en dêr woene se dan bigroeven wurde, ‘ûnder it alter’, lyk as hja it neamden. Om't it lân by Jeruzalem tige djûr wie, brocht dat ek wer gâns kosten mei en sa kaem it, dat by har forstjerren de famylje soms ûnforsoarge efterbleau. Sokke tiden sprong dan it synagoge-bistjûr by en triek har it lot fan 'e widdou en 'e oare sibben oan. Almeast hiene se rom jild ta har foldwaen, hwant yn alle lannen waerden op fêste tiden kollekten hâlden foar de earmen yn Jeruzalem en it gyng foar in tige hillich wurk om dêr roijael oan to jaen.

En nou hiene forskate fan dy Gryksken har dope litten en wiene opnommen yn it forbân fan 'e jonge gemeente; nou foarmen se net langer in groep apart mar kamen se mei de Hebreën gear yn 'e selde seal. Hja wiene ommers allegearre ien, hja hiene allegearre deselde Geast ûntfongen, hja leauden deselde Heare, hja hiene diel oan itselde forboun en wiene lidmaten fan 'e iene Tsjerke fan Jezus Kristus. Dêr wiisden de apostelen ek altyd wer op, dat hja byinoar hearden en elkoar fordrage moasten. Noait mochten de Hebreën út 'e hichte delsjen op 'e Gryksken: hja wiene

der neat minder om, dat hja berne wiene yn in heidensk lân en in frjemde tael sprieken. Hie de Heare Jezus de lêste nacht dat er by har wie net bidden, dat hja allegearre ien wêze mochten?

* * *

Hja diene ek ynmoedich har bêst om elkoar yn leafde to dragen, mar doe't de gemeente al greater waerd, kamen der dochs swierrichheden. De Hebreën, hoewol't hja Jezus boppe alles leafhiene, wiene ek noch echte Joaden en hja hâldden noch altyd de wet en de foarskriften fan 'e âlden en foaral de timpel hongen se oan mei hiel har hert. De Gryksken koene har dat net altyd bigripe, hja stiene frijer foar al dy Joadske dingen oer en dat joech soms skeel en misbigryp. It wie net sa, dat hja de wet fan Mozes forachten en neat om 'e timpel joegen, mar hja hongen der net sa hertstochtlik oan en de bêsten út har formidden hiene der mear each

foar, dat de timpel net altyd bliuwe soe en dat Kristus alle dingen nij meitsje soe. Dat seine se ek roun-út en dat koene de oaren dan net sette en, sûnder dat hja it woene, tochten se dat dy Gryksken, dy't sa lang tusken dat heidenfolk wenne hiene, dochs wol hwat in minder soarte Kristenen wiene!

Mar bihalve dat forskeel oer de wet en de timpel, wie der noch hwat, dat de spanning tusken de beide groepen greater makke: de kwesje fan de steun oan 'e widdouwen en de earmen. De gemeente siet sa rom net mear yn it jild as earst, en dat, nou't der aloan nije leden bykamen en der altyd mear nedich wie. Wol kaem it noch foar, dat inkelden fan har fêstichheden forkochten, mar it barde net sa faek mear as yn it earst; it koe ek net altyd sa trochgean: sels de fromme Barnabas koe syn lân mar ien kear forkeapje! Dat it jild bigoun krap to wurden en de mannen, dy't it foar de apostelen fordiele moasten, - allegearre Hebreën! - hiene net mear genôch om hannen om de earmen daliks foar in wike steun to jaen; hja moasten der alle dagen by lâns en faek wisten se sels net, hwêr't se it jild of it iten foar de oare deis wei-helje moasten. Dat fan need moasten der soms guon foarby en dan kaem it almeast sa út, dat de widdouwen fan 'e Gryksken oerslein waerden. Dy koene se nou ienkear sa goed net en der wiene guon by dy't frjemde famylje hiene en dy't har net al to krekt oan 'e Joadske wetten hâlden. Sokke ‘healen’ koe men dochs net meiparte litte as de Hebreën al oan 'e krapperein kamen?

Fansels koe dit net lang sa bliuwe; de Gryksken dy't it fan âlds by har synagogen hiel oars wend wiene, biklagen har by de apostelen. ‘Binne wy soms minder as de oaren,’ seine se bitter, ‘dat ús widdouwen oerslein wurde by de útdieling? En moatte dy Jeruzalemmers, dy't ús net kenne en neat fan ús lân en omstannichheden witte, dan mar útmeitsje hwa't fan ús rjocht op steun hawwe? Binne wy dan net goedernôch om ús eigen saken to bioarderjen?’

De tolve bigriepen, dat der foroaring komme moast; as dit skeel net bylein waerd, soe it noch oanboazje en soe de gemeente yn twaën gean. En dat mocht ta gjin priis! Hwat mocht it folk fan Jeruzalem wol tinke, as de gemeente, dêr't hja sa heech by opseagen, mei rûzje útinoar gyng? Dizze saek moast oplost wurde en dat koe net mear mei in pear freonlike wurden, dêr foar wie der to folle bard; hjir moast rjocht dien wurde.

Hja rôpen de gemeente gear en de apostelen namen it wurd en seine hwat der barre moast. ‘Wy sjogge nou yn, dat it net goed west hat en lit de útdieling oan 'e earmen allinne oan 'e Hebreën oer; it hie better west, as wy it sels dien hiene. Mar nou't de gemeente sa great wurden is, kinne wy dit der net mear by nimme: it jowt gjin foech, dat wy om dit wurk de forkundiging fan it wurd forsomje. It sil it bêste wêze, dat der sawn mannen keazen wurde út 'e groep fan 'e Gryksken, mannen dy't goed bikend stean en fol binne fan 'e Hillige Geast en fan wysheit en dat dy al dizze saken regelje neffens har bêste witten. En wysels sille foargean yn 'e gearkomsten en it Wurd forkundigje yn 'e gemeente en foar it folk.’

Der wie net ien dy't biswier tsjin dit útstel ynbrocht en sa waerden der sawn mannen keazen, dy't to-nei de earmen forsoargje soene en de lieding hawwe fan 'e Gryksken. De earste fan 'e sawn wie Stéfanus, in man dy't yn it bysûnder fol wie fan 'e Geast, de lêste wie Nicolaüs, in proselyt út Antiochië. En sels tsjin dizze man, dy't yn earder tiden in heiden west hie en dy't gjin Joadske âlden hie, makken de Hebreën gjin biswier.

Nei't de apostelen har de hannen oplein en in gebet dien hiene, bigounen de sawn har wurk; sûnt dy tiid kamen der gjin klachten mear fan 'e earmen en wie der gjin sprake mear fan ûnienigens. De ienheit wie biwarre bleaun yn 'e jonge tsjerke fan Jezus Kristus en noch altyd lieten forskate minsken har dope en woun it tal fan 'e

bruorren oan. It wie yn dy tiid, dat forskate preesters, dy't oan't nou ta fijannich west hiene, it evangeelje oannamen en har by de gemeente joegen.

Stefanus, ien fan 'e sawn
265

It die al gau bliken, dat de sawn mannen ek noch mear koene as lieding jaen oan 'e Gryksken en tasjen op 'e fordieling fan it jild: hja gyngen der ek op út om it evangeelje to forkundigjen. Binammen ien fan harren, Stéfanus, gyng faek nei de timpel to sprekken en sels de tolve koene it net better as hy; sa earnstich koe er it folk ta-sprekke, mei sa'n klam koe er har oproppe ta bikearing, dat de skare om him hinne krong, krekt as yn 'e dagen doe't Jezus sels learde op it timpelplein. En noch nammersto-mear tochten de

minsken oan dy tiid werom, om't ek Stéfanus wûnders die en siken better makke. Elk koe sjen, dat dizze man leaude hwat er sei, dat hy der yn libbe, dat syn hert fol wie fan 'e Hillige Geast, dêr't er sa faek fan spriek.

It kaem sa fier, dat ek it Sanhedrin fan Stéfanus hearde en oer him rieplachte. Hoe wie it dochs mooglik, dat hiel it folk nou dy Gryk efternei roun? Wiene se dan noch net ôfleard mei dy rabbi fan Nazareth, dy't himsels foar de Messias útjoech en dy't stoarn wie oan it krús? It waerd heech tiid, dat hja ek dizze Stéfanus it swijen opleine! It wiene foaral de Farizeën, dy't der op oanstiene en dy't de Sadduceën tsjin him opsetten. Destiids hie har foaroanman, Gamaliël, it foar de tolve opnommen: dat wiene tominsten noch echte Joaden, al hâldden se der frjemde ideën op nei, mar dizze Gryksken, dy't opgroeid wiene yn in heidensk lân, fier fan 'e timpel en it hillich alter, dêr koe men alles fan forwachtsje. Mar hwat koene se der oan dwaen, as it folk heech by har opseach en nei har learing harke? Hja moasten tiid dwaen en taslaen as hja de kâns krigen. En dy kâns kaem, noch gauwer as hja hope hiene....

* * *

Stéfanus hie, ear't er by de gemeente fan Kristus kommen wie, by de Synagoge heard, dy't de Gryksken út Afrika en Asia to Jeruzalem hiene en ek nei syn bikearing gyng er dêr noch geregeld hinne. It spriek fansels, dat er ek dêr net swijde en dat er ek oan syn lânslju it evangeelje brocht. Syn eardere freonen hearden him binijd oan: hja koene der net by, dat er sa mei gloede en klam sprekke koe oer in rabbi, dy't as in misdiediger stoarn wie oan it krús, it wie as hearde er net mear by har, as libbe er yn in oare wrâld, as spriek er in frjemde tael, dy't hja net nei komme koenen. Mar harkje moasten se dochs nei syn hertstochtlike wurden, nei de teksten dy't er har foarhâlde en dy't er hiel oars útlei as de Skriftgelearden. Oan't der in tiid kaem, dat hja net langer harkje woene en dat har binijing omsloech yn gleone hate.

Der wiene forskate minsken by de synagoge, dy't jierren yn in oar lân wenne hiene; hja hiene der goede saken makke en inkelden wiene der ryk wurden, mar alhiel thús hiene hja har noait field tusken de heidenen; djip yn har hert wie der altyd in frjemde ûnwennigens, in sterke langst nei it âlde stamlân, nei de âlde Davidsstêd en it hillich hûs fan God. Mar in inkelde kear koene se der útbrekke en de reis nei Jeruzalem meitsje, mar noait koene se dy dei wer forjitte, doe't hja foar it earst de timpel seagen. Hwa hie oait tinke kinnen dat it sa moai wêze koe, sa heech en hearlik, in dream fan goud en marmer boppe de grize muorren fan 'e stêd. Sûnt hiene se mar ien bigearte mear: noch ris to wenjen yn Jeruzalem en ien kear to rêsten ‘ûnder it alter.’ Dêr setten se alles by op, makken har bisit oan jild en teagen nei it âlde lân. Hwat lette it, dat hja it der minder hiene as yn it lân fan har berte? It wie har as wiene se nou foar it earst wer thús en yn it ûnthjitten lân. En altyd bleau de timpel it heechste en moaiste yn har libben, dy timpel dy't hja leaf hiene as in man syn frou. Noch trouwer gyngen se der hinne as de echte Hebreërs, noch krekter wiene se op 'e offertsjinst as de strange Farizeërs....

Dat hja lieten Stéfanus prate, salang as er spriek oer Jezus en oer de opstanning en oer de Hillige Geast, mar doe't er op in kear hwat fan 'e timpel sei, dat dy syn tiid hawn hie, doe sprongen se oerein. Forheftich leine se tsjin him yn. Hy mocht fan dy Jezus sizze hwat er woe, mar nèt dat er in ein meitsje soe oan 'e timpeltsjinst en dat nou it offer gjin sin mear hie!

Stéfanus bleau it antwurd net skuldich; mei in lange rige teksten biwiizge er har, dat de timpel al dy lange ieuwen allinne mar hinne-wiisd hie nei de Kristus en dat dy stream fan offerbloed teken en symboal wie fan it bloed, dat floeid wie op

Golgotha; nou't de Kristus kommen wie en bitelle hie foar de skuld fan syn folk, nou soe dat allegearre fordwine! Hwat soene al dy symboalen noch, as de Hillige Geast by de minsken wenje woe?

Hy spriek mei sa'n fjûr en brocht safolle biwizen by, dat hja net tsjin him op koene en biskamme swijden. Stéfanus hie de kampslach woun, mar sûnt dy tiid biskôgen se him as in ôffallige en haten se him. Nou gyng it net mear allinne om har ôfgod: de stiennen timpel, mar ek om't er har oermânsk west hie en hja meiïnoar net tsjin him op koene. Hja koene it net forkropje, dat it folk graech nei him harkje mocht, dat de Geast fan God him sokke wurden joech, sa'n krêft ta wûnders, sokke djippe wysheit.

Op in kear, doe't Stéfanus stie to sprekken yn 'e timpel, stokelen se fan har mannen tsjin him op; dy joegen har tusken it folk, dat stie to harkjen en bigounen lûd to roppen: ‘Dizze man sprekt lastertael tsjin Mozes en tsjin God.’ Stéfanus woe tsjin har yngean, mar syn inkeld lûd waerd wei yn dat wylde sprekkoar. ‘Hy lasteret de timpel en dy't tsjin Gods timpel sprekt, dy komt God sels to-nei!’ Al lûder skreauden se, al tichter krongen se op him yn en it duorre net lang of it wiffe folk bigoun mei to roppen. Miende dy Gryk soms, dat er alles mar sizze koe fan Gods hillich Hûs? Doe't hja harsels heas roppen hiene en net mear koene, sloegen se de hannen oan him en sleepten him foar it Sanhedrin. De hege hearen wiene mar al to bliid. Dit wie har kâns! Nou hoegden se it folk net mear to ûntsjen, nou hiene se de frije hân. Hy soe it gewaer wurde, dy discipel fan 'e Nazarener! En sa gau as it koe bileine se in sitting en lieten se Stéfanus foarkomme.

Stéfanus stie op it binneplein, ûnder de blauwe loft, en foar him, yn 'e seal, sieten de rjochters. Hy wist, dat it nou om syn libben gyng; foar him soe de wize Gamaliël gjin goed wurd dwaen, lyk as doe foar de tolve. Mar al wist er, hwat him to wachtsjen stie, hy wie net bang. As it Gods wollen wie, dat er noch mear tsjûgje soe fan Kristus, dan soe de Heare him forlosse út 'e macht fan syn fijannen, mar as dit de ein wie fan syn ierdske wurk, dan wie it ek goed. Rjocht en moedich stie er dêr, en sa mar ynienen - hy wist it sels net! - bigoun syn antlit to blinken fan in himelsk ljocht. De rjochters seagen der nei, forbjustere en binijd, mar har haet waerd der net minder om. Sa hie ek ienkear it antlit fan Mozes blonken, doe't er delkaem fan 'e berch, en nou die God itselde teken oan syn tsjinstfeint Stéfanus, mar de rjochters fan Israël makken har klear om him to deadzjen as ien dy't Mozes lastere! It wie oft Godsels har noch ienkear warskôge: dizze man is myn tsjinner en Ik haw him klaeid mei myn ljocht, dat jim it sjen kinne mei jim eagen. Mar hja namen har it teken net nei....

Hja lieten falske tsjûgen komme, dy't seine: ‘Dizze man hâldt net op om laster to sprekken tsjin dit hillich Hûs en tsjin 'e Wet fan Mozes.’ De hegepreester frege: ‘Is it wier, hwat dizze tsjûgen fan jo sizze?’ Stéfanus wist dat it gjin sin hawwe soe en gean tsjin har biskuldigingen yn: it wie it Sanhedrin net to dwaen om 'e wierheit, it gyng har net om it rjocht, hja woene syn dea. Mar sprekke soe er noch al, net foar himsels, net om it faeije libben to rêdden, mar om har noch ienkear to warskôgjen.

‘Jimme mannen, bruorren en heiten....’, bigoun er. It bigjin hie minder kinnen, tochten de Sanhedristen. Hy woe dus dochs noch in soan fan Israël wêze, dy Gryk, en hy erkende har dochs noch as syn mearderen! Soe er him dochs noch skamje en syn skuld bilide? Mar Stéfanus spriek al wer fierder en hja setten der har ta om to harkjen; der mocht har neat ûntkomme fan hwat er sei.

* * *

Stéfanus joech yn it koart in oersjoch fan 'e skiednis fan Israël oant de tiid fan Salomo, dy't de earste timpel boude. Hy bigoun by Abraham wei, de man dy't sa fêst bitroude op Gods biloften en dy't dochs gjin foet fan it ûnthjitten lân yn syn bisit hie en gjin inkelde soan; mar God rjochte mei him it forboun fan 'e bisnijenis op en joech him in soan yn syn âlderdom: Izaäk. Dy krige ek sels wer in soan, de aertsfader Jakob en fan syn tolve soannen stammen alle Israëliten ôf. Alle tiden troch hie it folk fan Israël greatsk west op dy tolve aertsfaders, mar it stie bikend, dat hja dochs net sa from west hiene, hwant hja forkochten har broer Jozef as slaef. Mar God wie him genedich en hy rêdde Egypte en liet syn folk dêr hinne komme, dat letter slim fordrukt waerd troch de Farao. De Heare lykwols forgeat syn folk net, mar forloste har troch de hân fan Mozes, hoewol't it folk sels him net oannaem as har lieder en aloan tsjin him opstie. Hwant hja harken net nei him en tsjinnen oare goaden, hoewol't hja de Tabernakel by har hiene en dy meidroegen yn 'e wyldernis oan't Jozua him brocht yn it lân Kanaän. Dêr stie er lange jierren, mar it folk seach der net nei om en roun achter frjemde goaden oan, sa lang oan't David oer har hearske en de ark nei Jeruzalem brocht. Dêr boude doe syn soan Salomo de timpel, it hillich hûs fan God....

* * *

Oant safier hiene de mannen fan it Sanhedrin Stéfanus biharke. Ien ding moasten se dy discipel fan 'e Nazarener neijaen: hy wie goed op 'e hichte mei de skiednis fan syn folk. It wie suver in geniet nei him to harkjen sa't er yn koarte, kleare streken de skiednis fan ieuwen forhelle. Mar nou wie er oan 'e timpel ta en moast it bliken dwaen hwat der yn him siet.

‘De timpel’, spriek Stéfanus, ‘dy stie doe dus to Jeruzalem en God wenne yn it formidden fan syn folk. Mar ynpleats dat hja Him tsjinnen en syn wet neikamen, hawwe se him forlitten en it lân ûntwijd mei har sûnden, dat Syn grime lôge tsjin har op en Hy hat har yn 'e hân fan 'e heidenen jown en hja binne fuort fierd fierder as Babylon....

* * *

It wiene jimme âffears, dy't tsjin God opstiene, mar jimme binne neat better! Jimme sizze, dat jim stride foar de eare fan 'e timpel, mar de Alderheechste wennet net yn timpels dy't minsken makke hawwe, lyk as de profeet seit: “De himel is My in troane en de ierde in fuotbank foar myn fuotten; hwat soene jimme My dan in hûs bouwe, seit de Heare, of hoe soe in stiennen hûs myn wenplak wêze?” Jim hawwe dat wurd lêzen, mar jim dogge der net nei. Jimme binne der greatsk op, dat jim út 'e bisnijenis binne, mar lykwols binne jim ûnbisnien fan herte en earen, hwant mei jim herte leauwe jim God net en mei jim earen wolle jim net nei Him harkje. Jimme steane ommers altyd tsjin de Hillige Geast, lyk as jimme âffears, sa ek jimme! Hokker profeet hawwe jimme âffears net forfolge? De profeten dy't de komst fan 'e Messias oankundigen, hawwe hja ombrocht en jimme hawwe de Messias sels forret en formoarde, jimme dy't de wet krigen hawwe troch bistel fan ingelen en hawwe him net hâlden....’

Stéfanus woe noch mear sizze, mar de rjochters sprongen oerein en kamen driigjend op him ta. In wylde grime lôge yn har op en hja knarsten op 'e

tosken. Doarst dy Gryk to sizzen, dat hja de wet net hâldden, hja dy't by dagen en by nachten oer de wet yn noed sieten? De dea hie er fortsjinne en hy soe har net ûntkomme!

Doe wist Stéfanus dat syn lêste ûre kommen wie: hy seach it oan har gesicht, hy lies it yn har eagen, dy't fûnken fan in útsinnige haet, mar hy beve net. Hy tocht net oan pine en lijen, hy wie yn gedachten al yn 'e himel, by Jezus, en hy seach omheech nei de blauwe loft. Noch hearliker bigoun syn antlit to blinken, en doe seach er net mear de ljochte loft, mar heger en fierder, ûneinich fier en dochs tichteby, seach er Gods hearlikheit. Noch noait hie er sa bliid west as nou mei al dy fijannen om him hinne. En optein rôp er: ‘Sjoch, ik sjoch de himelen wiid iepen en de Minskesoan steande oan Gods rjochterhân....’ Syn stim waerd wei yn it wyld geskreau fan 'e Sanhedristen. Hja stoppen de fingers yn 'e earen en rôpen út alle macht om him mar net mear to hearren. En doe, as in binde wylde wolven, foelen se op him oan en sleepten him it plein oer, de stêd út, nei de hichte, dêr't de misdiedigers stiennige waerden....

‘....en leine de mantels oan syn fuotten....’

Earst op it strafplak kamen se wer ta bisinning. Der wie net iens in fonnis sprutsen en hja hiene gjin tastimming frege by de Romeinen; dat koe allegearre letter noch forholpen wurde. Mar de stienniging, dat wie it lêste en dat koe net wer oerdien wurde! Hy hie fortsjinne, dat hja him forskuorden, dy lasterjende Gryk, mar hy soe deade wurde neffens de regel fan 'e wet! De tsjûgen, dy't de oanklacht tsjin him ynbrocht hiene, soene him fan 'e hichte stjitte en him de swiere stien op it hert falle litte en dan, en net earder, mochten de oaren in stien op him smite.

Nou stie er oan 'e kant fan 'e hichte en de tsjûgen teagen de mantel út. Hja gyngen op ien fan 'e rjochters ta en leine de mantels oan syn fuotten: it wie it teken, dat hja net sa mar in deaslach dwaen woene, mar dat hja it fonnis foltrieken yn opdracht fan it Sanhedrin. Stadich, de fûsten foarút, kamen se op Stéfanus ta. Hy seach wer nei boppen. Syn lippen forweegden. ‘Heare Jezus’, bea er, ‘ûntfang myn geast.’ Doe foel er yn 'e djipte; mei in swiere smak kaem er del op 'e hurde rotsgroun, mar hy libbe noch. Mei syn lêste krêften gyng er op 'e knibbels lizzen en smeke: ‘Heare,

rekkenje har dizze sûnde net oan.’ En dêrmei wiene de tsjûgen by him en bounze de swiere stien op syn klopjend hert....

De rjochters wachten oan't it libben der út wie en gyngen doe nei hûs. Hja mienden noch, dat hja mei dizze wrede moart in goede died dien hiene en net ien wie der wisser fan as de rjochter Saulus, dy't op 'e mantels past hie. Hy wie bliid, dat Stéfanus stoarn wie, mar it wie net mear as in bigjin: hiel dy groep fan 'e Gryksken moast fordylge wurde en hysels wie ré om it to dwaen. It wie net, dat er wreed wie en hy hie gjin formeits yn it leed fan oaren, mar hy miende, dat it syn plicht wie. It gyng om it rjocht fan 'e timpel, om it heil fan Israël, om 'e eare fan Israëls God.... As der dy deis ien tsjin him sein hie, dat hy, Saulus, net folle jierren letter it evangeelje fan Jezus Kristus forkundigje soe yn 'e lannen fan 'e heidenen, dan soe er wol greate eagen opsetten ha....

* * *

Dyselde deis noch kamen in mannich mannen fan 'e gemeente en hellen mei deadsgefaer it lyk fan Stéfanus op; hja hâldden in swiere rou oer him en bigroeven him yn in grêf ticht by de stêd. Dyselde deis, ek yn opdracht fan it Sanhedrin, bigoun de rjochter Saulus syn bloedich wurk: hy gyng hús yn hús út by de Grykske gemeenteleden en sleepte mânlju en froulju yn 'e finzenis. Yn koarte tiid wie de groep fan 'e Gryksken fordreaun út Jeruzalem en forsille oer de doarpen fan Juda en Samaria.

Filippus
266

It like yn it earstoan wol, dat de Tsjerke fan Jezus Kristus dizze slach net to boppen komme soe; in great diel fan 'e gemeente wie fordreaun út Jeruzalem en wol lieten de forfolgers de Hebreën mei rêst en koene sels de tolve yn 'e stêd bliuwe, mar elk koe wol bigripe, dat dat oan in tiid ta wie en dat ek oer har de stoarm fan 'e forfolging losbrekke soe. En dat wie dan de ein....

Mar de Farizeën yn it Sanhedrin hiene har to gau bliid tocht; de Tsjerke fan Kristus wie net boun oan ien stêd en oan ien lân: ek bûten Jeruzalem koe God har biwarje en ta bloei bringe. Wol swalken de Gryksken oer alle wegen fan Juda en Samaria, mar de Hillige Geast reizge mei en op elk plak, dêr't hja kamen, forkundigen se it evangeelje; it duorre net lang of der wiene gemeenten yn forskate stêdden om Jeruzalem hinne. Ynpleats dat de Tsjerke ûndergien wie, wreide it keninkryk fan God him nei alle kanten út; net de Satan hie it woun, mar Jezus Kristus.

* * *

Ien fan 'e sawn mannen, Filippus, wie to-rjochte kommen yn in stêd fan 'e Samaritanen en bigoun ek dêrre it evangeelje to forkundigjen. Hy wist yn it foar dat it krekt yn dit plak net maklik wêze soe. Der hie al lang in soarte fan wûnderdokter tahâlden, in man dy't mei tsjoenderij en allerhanne frjemde kunsten omgyng en dy't it soms slagge om siken to genêzen. Hy koe ek tige prate, dizze Simon, en de minsken fan 'e stêd, dy't lang net ûnforskillich wiene foar geastlike dingen, seagen wakker heech by him op. Hja leauden fêst, dat der godlike krêften yn him wurken en Simon, dy't tige op eare en foardiel út wie, die al syn bêst om har yn dy miening to bisterkjen. Dat suver elkenien leaude oan him en guon tochten hast, dat er in Messias wie, de ‘Greate Krêft fan God.’ Elke kear as er wer in ‘wûnder’ dien hie, stiene se forslein en brochten se him de romte fan geskinken.

Yn dy stêd nou, en yn dat formidden, bigoun Filippus syn wurk en brocht er it boadskip fan Jezus Kristus. It folk fan 'e stêd harke ek mei oandacht nei him en hja bigriepen al gau, dat er in hiel oar man wie as Simon. It wie him oan to sjen, dat er miende hwat er sei; hy longere net nei geskinken en earbiwizen en hy die him net foar as ien dy't wûnder-hwat wie; hy hie mar ien doel: de minsken to winnen foar Jezus en dêr hie er alles foar oer. En doe die it bliken, dat ek hy wûnders dwaen koe, greater en machtiger noch as Simon mei syn biswarringen. Der waerden lammen en kreupelen by him brocht en mei in inkeld wurd yn 'e namme fan Jezus genies er se. Mar ek minsken dy't in démon hiene, founen by him genêzing; hy hiet de kweageasten om út har to gean en roppend, yn greate freze, fearen se út. Sa stie er dêr op it plein fan 'e stêd en om him hinne dounsen de minsken, dy't to-foaren lam wiene en oan syn fuotten, stil en earbiedich, sieten guon, dy't lang yn 'e macht fan 'e démonen west hiene. Doe't er lang sprutsen hie en alles forteld hwat er wist fan Jezus, kamen de earsten op him ta om doopt to wurden. Dat gyng noch lang sa troch en oan 'e ein fan 'e dei wie der in greate skare dy't doopt wiene en yn Jezus leauden.

Fan it bigjin ôf oan hie ek Simon nei Filippus harke en hy hie him it boadskip fan Jezus tige nei nommen. It moast wol in great ding wêze, sa sprekke to kinnen en mei in inkeld wurd sokke machtige wûnders to dwaen. Hy fielde, dat hjir syn tsjoenderskunsten by wei-foelen, dat dit dingen wiene, dy't fier boppe it gewoane útgyngen. Yn dizze man wurken nei wierheit godlike krêften! Doe't er der goed oer nei-tocht hie en doe't er Filippus forskate kearen sprekken heard hie, frege er oft er

doopt wurde mocht. It wie him ynmoed, dy fraech, en hy miende echt, dat er yn Jezus Kristus leaude en him boppe alles leaf hie. Filippus wie daliks ré om de doop oan him to bitsjinjen en nei dy blide dei wie Simon altyd by him; hy harke elke kear as de evangelist it folk ta-spriek en by elk wûnder dat er seach, stie er op 'e nij forslein.

* * *

It duorre net lang of de gemeente to Jeruzalem hearde hwat der bard wie to Samaria en de tolve kamen gear om der oer to rieplachtsjen. Fansels wiene se tige bliid, dat ek de Samaritanen it evangeelje oannamen en yn Jezus leauden, mar oan 'e oare kant wisten se ek wer net, oft dit allegearre sa mar koe. Yn syn taspraek op it Pinksterfeest hie Petrus tsjin de Joaden to Jeruzalem sein: ‘Hwant jimme komt de bilofte ta, en jimme bern,’ mar dat wiene allegearre soannen fan it âlde folk! Gyng dat nou ek op foar de Samaritanen, dy't net yn it forboun mei Abraham bigrepen wiene en dy't net iens bisnien wiene? Soe Filippus, dy't fan 'e Gryksken wie, en net great wurden wie yn Israël, wol hoeden genôch wêze? Men koe

dochs wis elk mar net dope, dy't om it wetter frege?

Mar it wie ek wer wier, dat de Heare Jezus sels yn Samaria wurke hie en dat er de deis fan syn himelfeart sein hie, dat hja syn tsjûgen wêze moasten yn Juda en Samaria en oant ierdryks einen. Gyng dat wûndere wurd dan nou al yn forfolling? Né, hja mòchten bliid wêze mei dy nije gemeente fan Samaritanen, ek dêr wurke God, mar hja soene der al hinne om to sjen oft alles wol wie, sa't it hearde to wêzen. Der waerd bisletten dat Petrus en Johannes de reis meitsje soene út namme fan al de apostelen.

Doe't hja yn 'e stêd fan Filippus kommen wiene, kaem de hiele gemeente gear om nei har to harkjen. De beide apostelen fregen, hoe't alles gien wie en doe't hja hearden, hwat greate dingen hjir bard wiene en doe't hja seagen, hoe great de leafde fan al dy minsken wie, en hoe bliid hja wiene, dat ek hja Jezus foun hiene, doe wie der allinne mar tankberens yn har hert. Filippus hie goed dien, syn wurk mocht net ûngedien makke wurde, de doop hoegde net oerdien to wurden! Ek dizze Samaritanen hearden by de Tsjerke fan Kristus.

Der ûntbriek allinne mar ien ding: hja hiene de Hillige Geast noch net ûntfongen, mar ek dat kaem har ta! En doe't hja in gebet dien hiene, leine se har de hannen op en tagelyk foel de Geast ek op har: hja sprieken mei tongen en profetearren. Nou wie it dan foar elken-ien dúdlik, dat de gemeente yn Samaria neat minder wie as dy to Jeruzalem en dat de genede fan Kristus likegoed foar de Samaritanen wie en allegearre wiene se wûndere bliid.

* * *

Ek Simon hie sjoen, hoe't de Hillige Geast delkommen wie op 'e minsken fan syn stêd en hy hie gjin each fan 'e beide apostelen ôf. Hy fielde, dat dy beide mannen út Jeruzalem dochs noch heger amt hiene as Filippus en hy wie djip forslein oer har macht. Hja leine immen de hannen op en daliks wie der de Hillige Geast! Dat wie noch hwat oars as in lamme rinne litte en de démonen útdriuwe! Oan't nou ta hie er heech by Filippus opsjoen, mar nou woe er wurde as Petrus! Hy gyng op 'e apostelen ta en sei: ‘Ik bin ek in learaer en ik hie gâns ynfloed hjir yn 'e stêd, ear't Filippus kaem, mar ik bin ta it ynsjoch kommen, dat er mear koe as ik en dêrom haw ik my dope litten. Mar nou wit ik, dat jimme noch greater macht hawwe as hy en nou bin ik ré om jimme in stik jild to jaen, as jim my dy macht ek jowe. Ik kin it goed dwaen, dat ik wol in fikse som bitelje: it is my wol hwat wurdich, dat ik wurd lyk as jim en dat elk de Hillige Geast ûntfangt, dy't ik de hannen opliz.’

Petrus wist net hwat er hearde. Wie dit in man, dy't de doop ûntfongen hie, dat er Gods Geast en it apostelskip keapje woe foar jild? Mar sa'n ien hearde net by de gemeente. Hoe koe er nou tinke, dat hjà biskikke koene oer Gods Geast, dat it wûnder barde troch hàr krêft? It wie dûdlik, dat er noch neat wist fan God en fan Syn genede en dat er in gefaer wie foar dizze jonge gemeente. En wylst syn eagen fûnken fan forûntweardiging, sei er skerp: ‘Dyn jild mei forgean en dûsels derby, omdatstû mienst, dat de heechste jefte fan God, Syn eigen Geast, foar jild to keap is. Part noch diel hastû oan 'e forkundiging fan dit Wurd, hwant dû hast God net wierlik leaf mei dyn hert. Bid dan, dat de Heare dy dizze sûnde forjaen mei, hwant dû bist dizze gemeente ta in bittere galle en ta in tizelnet om har to fangen yn it kwea.’

Simon waerd kjel fan dizze skerpe torjochtwizing. Hy fielde noch net hoe forkeard er dien hie, hy hie ienfâldich gjin each foar geastlike dingen, mar bang waerd er al. Dy Petrus, dy't mei syn hannen allinne de Geast delkomme liet, dy koe him ek straffe

en hastich sei er: ‘Bid jimme dan de Heare, dat er my forjaen mei en dat syn oardielen net oer my komme!’

Petrus sil wol foar him bidden hawwe, mar oft Simon letter ek noch ta bikearing kommen is, is net bikend. De beide apostelen binne al gau weromgien nei Jeruzalem en ûnderweis hawwe se yn forskate doarpen fan Samaria it evangeelje brocht.

Filippus en de Keamerling
267

As it oan himsels lein hie, soe Filippus fêst noch langer by de jonge gemeente bleaun wêze: it wie allegearre noch sa frjemd en sa nij en hja hiene noch sa'n forlet fan syn lieding. Mar de Heare sels hie it oars bisletten; nou't de Hillige Geast oer har kommen wie, koe it ek sûnder Filippus gean en moasten se leare, dat it yn 'e Tsjerke fan Jezus Kristus noait stiet oan ien man, mar dat it wurk trochgiet, ek as minsken weinommen wurde. Bûtendat hie de Heare op dit pas foar Filippus hwat oars to dwaen, in tige bysûnder

wurk, dêr't hy as Grykske krekt de man foar wie.

En sa barde it op in dei, dat der in ingel út 'e himel by Filippus kaem en spriek: ‘Jow dy op en gean nei de iensume wei, dy't fan Jeruzalem nei Gaza rint, hwant dêr moatstû, op 'e middei, Gods wurk dwaen.’ De evangelist wie tige forbaesd, doe't er it wurd fan 'e ingel hearde. Nou miende er, dat er net mist wurde koe yn dizze drokke stêd, dêr't noch safolle to dwaen wie en dêr't noch sa folle minsken net wisten fan it heil yn Jezus Kristus en nou stjûrde de Heare him de wei nei Gaza op, dêr't net iens folle minsken lâns kamen, hwant de stêd wie al jierren forwoaste en noch noait wer opboud. It wie wol goed, dat in ingel him it boadskip brocht hie, hwant fan minsken, sels fan in apostel, hie er it net maklik leauwe kinnen. Mar dàt der in ingel by him kommen wie, wie ek wer in teken, dat der dochs wichtich wurk to dwaen wie, dêr op dy stille wei. Dat hy naem de reisstêf op en sette de stap der yn, moedich, it herte fol forwachting.

It wie op 'e middei, de tiid dat de sinne op it heechst stie en alle reisbere minsken rêst hâldden, dat de evangelist op 'e wei nei Gaza kaem. It wie der wol stil! Sa fier't er sjen koe wie der gjin minske to bikennen; allinne efter him, de kant fan Jeruzalem út wei, kaem der in reiswein oan, mei gâns in troep hynstefolk en slaven der by. It moast in tige heech en fornaem hear wêze, dy't mei sa'n staesje reizge en oan 'e klean en 'e wapens to sjen wie er út in tige fier lân, noch fierder as Egypte. Yn elk gefal moast it in heiden wêze en de Heare soe him, Filippus, fêst net roppen ha foar in deftich man út in heidensk lân.

Doe't de wein him foarby ried, seach er dat it in Ethiopiër wie, tige ryk en fornaem en tige donker fan kleur, en dat er siet to lêzen yn in boekrol. Dat soe ek net maklik gean, tocht er, op sa'n skokkende wein, op 'e ûnsljochte wegen. En dan yn 'e gleone sinne, op it hytst fan 'e dei! Hy bigoun stadiger to rinnen om de tsjinners foarby to litten en doe sei ynienen in stim: ‘Filippus, jow dy by dy man op 'e wein!’ Hy hie gjin tiid om to tinken, hoe frjemd dit wie en hoe ûnforwachte: God rôp him en daliks draefde er de wein efternei....

* * *

Filippus hie it goed sjoen: hy wìe in machtich man, dizze frjemde reizger op syn wein, en hy kàem alhiel út Ethiopië, dat achter Egypte lei. Yn syn fier en donker heitelân hie er in tige heech amt: hy gyng oer al de skatten fan 'e Kandace, de keninginne-mem, dy't regearre yn namme fan har soan. Op 'e iene of oare wize hie er heard fan Israëls God en sûnt dy tiid hie er gjin frede mear mei de goaden fan syn folk en die er al syn bêst om mear to witten to kommen fan 'e tsjinst des Heare. Hy wist fan 'e hillige Boeken, dy't sa swier to bigripen wiene, fan in Forlosser, dy't komme soe en fan 'e offertsjinst yn 'e timpel to Jeruzalem. En hoe mear't er dêr fan hearde, hoe greater syn langst waerd nei it hûs fan dy machtige God, dy't himel en ierde makke hie en bûten hwa't der gjin heil en gjin forlossing wie. Op it lêst waerd syn langst sa great, dat er syn keninginne frij frege om 'e greate reis to ûndernimmen. It mocht, en sa kaem it, dat er nou nei Jeruzalem west hie en wer op reis wie nei syn lân.

It hie in tige lange reis west, al dy wiken op 'e skokkende wein, mar dat ûngemak telde er net; dat er net ta syn doel kommen wie en dat er yn 'e timpel gjin frede foun hie foar syn ûnrêstich hert, dat wie minder! Hy wie moaijernôch, dy greate timpel, moaijer as er oait tinke kinnen hie, mar hy mocht allinne yn it úterste foarhôf komme en fan 'e offertsjinst hie er neat sjoen. Der wie yn alle drokte en biweech fan minsken ek gjin ien, dy't nei him omsjoen hie, gjin ien dy't ris rêstich mei him praet hie, gjin ien dy't wist fan syn langst nei frede. Hy hie der him sa folle fan foarsteld en it wie

útroun op in bittere toloarstelling: dy God fan Israël mocht dan wenje yn it formidden fan syn folk, foar him, in heiden en frjemdling, wie der allinne dat buordtsje, dat drige mei de dea as er in foet op it binnefoarhôf sette.

* * *

En sa ried er dan op 'e stille wei, mei in drôvich hert en lies yn it boek fan Jesaja, dat er kocht hie foar in fikse som. Hy moast him ynspanne om 'e lytse Grykske letters to lêzen en troch it ratteljen fan 'e tsjillen en it stampen fan 'e hynstepoaten gyng syn swiere stim; lyk as it doe-tiids wenst wie, lies er lûd-op. Hy hie der gjin muoite mei om de Grykske wurden to bigripen, mar fan 'e sin en 'e bidoeling bigriep er net folle. En noch lûder lies er en noch mear spande er him yn:

> Allyk in skiep waerd er to slachte laet,
> en as in laem dat stom bliuwt foar syn skearder,
> sa die er de mûle net op.
> Yn syn fornedering waerd er net rjochtfeardich oardiele,
> En hwa sil syn libbensdûr forhelje?
> Hwant syn libben wurdt weinommen fan 'e ierde....'

Hoe soe er oait to witten komme, hwat dy wurden bitsjutten, hwa't dy 'Hy' wie, dy't stoar?

En doe yn-ienen hearde er in kleare stim, dy't frege: 'Forsteane jo wol goed hwat jo lêze?' Kjel suver seach er op; hy hie sa sitten to lêzen, dat er Filippus net ienris sjoen hie. Drôvich sei er: 'Hoe soe ik it

bigripe, as gjin ien it my forklearret? Mar as jo it kinne, kom dan by my op 'e wein en liz it my út!'

Doe wist Filippus hwat him to dwaen stie en bliid kleau er op 'e wein en gyng njonken de keamerling sitten. It hindere him net, dat it in heiden wie en dat er omtrint swart wie; sokke dingen kamen net iens by him op. Noch ien kear liezen se dy selde tekst út Jesaja en doe bigoun Filippus him to fortellen fan Jezus, hoe't dy stoarn wie oan it krús om 'e sûnden fan syn folk wei to nimmen en hoe't nou alle folk en alle naesje diel hie oan dat heil. En fan 'e doop fortelde er, dat teken dat foar de bisnijenis yn it plak kommen wie en dat elk ûntfange mocht, dy't yn Jezus leaude.

Hy spriek lang, Filippus, en beide forgeaten se de tiid. De skaden waerden lang oer it ljochte lân, doe fortelde er noch en de frjemde reizger njonken him hong oan syn lippen. In greate blidens kaem yn him op: nou hie dizze lange reis dochs net om 'e nocht west, nou hie er God dochs noch foun en nou doarst er it libben wer oan, it libben - en, as it syn tiid wie, de dea.

Hy seach op. Troch it brúne fjild kronkele in smelle beek. En bliid sei er: 'Sjoch, dêr is wetter; ik leau yn Jezus Kristus, de Soan fan God; doop my dan nou.' To-gearre gyngen se it wetter yn. Yn syn blidens tocht Filippus der net iens oer, dat er nou hwat greats dwaen soe, dat dit de earste heiden wie, dy't it sakramint fan 'e doop ûntfange soe. En dizze kear kamen der gjin apostelen út Jeruzalem om har seine to jaen oer syn dwaen; it wie ek net nedich: Godsels hie him roppen om dizze frjemdling nei Jezus to bringen. En it hert tilde him fan blydskip, doe't er de hannen op dy donkere holle lei en him ûnderdompele....

De keamerling hie net oars tocht as Filippus soe noch fierder mei him ride, mar doe't er op 'e wein ta-roun en him winke woe om der op to klimmen, seach er him net mear: de Geast des Heare hie him sa mar weinommen. It spiet de keamerling wol, mar hy koe der net lang oer ynsitte; nou't er Jezus hie, nou koe er sûnder Filippus en hy reizge syn wei mei greate blydskip. Dy jouns, doe't er yn syn slieptint ta de Heare bea, wist er dat God him neijer wie as yn 'e timpel to Jeruzalem....

* * *

Nei dizze frjemde moeting op 'e wei nei Gaza, triek Filippus it Noarden yn en forkundige it evangeelje yn alle stêdden oan 'e sé-kant. Hy frege net oft syn harkers wol allegearre echte Joaden wiene en as it sa útkaem, doopte er ek wol ûnbisnienen, mar hy wie noch net sa fier, dat er de heidenen opsocht en har yn it bysûnder it evangeelje brocht. Der moast earst noch gâns tiid oer forrinne en der moast noch hiel hwat barre, ear't de gemeente fan Kristus it bifel fan Jezus opfolge en mannen útstjûrde nei de heidenfolken.

'Hwat forfolgestû my...?'
268

Yn 'e selde tiid dat Filippus it evangeelje forkundige yn 'e stêdden by de sé, makke de rjochter Saulus alles ré, om 'de minsken fan dy wei' ek bûten de grinzen fan Israël to forfolgjen. Der wie net ien yn it hiele Sanhedrin dy't de discipelen fan Jezus sa forfolge hie as hy, mar hwat joech it him dat Jeruzalem suvere wie fan dy Nazareners, as der op oare plakken aloan nije gemeenten kamen? Binammen út Damaskus kamen gjin bêste birjochten: der moast in greate gemeente wêze, dy't ek noch sahwat by de synagoge hearde, al foarmen se dan fansels wol in aparte groep, mei gâns ôfwikende mieningen. Yn elk gefal diene de bistjûren fan 'e synagogen der neat tsjin en seagen se net it deadlik gefaer foar folk en timpel. It

waerd heech tiid, dat der hwat oan dien waerd! Hy, Saulus, koe it to-minsten net langer oansjen; hy koe hjir net langer rêstich to Jeruzalem ûnder it skaed fan Gods hillich Hûs sitte, wylst dy biweging fan 'e Nazareners as ûnkrûd wreide oer Galiléa en Syrië.

Hy praette der oer mei oare Farizeën en op in kear gyng er nei de hegepreester en frege him, oft er nei Damaskus mocht om ek dêr de synagoge to suverjen. It wie dúdlik, dat de bistjûren dêrre to koart skeaten en dat dy net to bitrouwen wiene, mar as hy folmachten meikrige fan it Sanhedrin, dan koe er al dy learlingen fan Jezus, mânlju en froulju, yn boeijen slaen en nei Jeruzalem bringe. It stedsbistjûr soe der wis gjin biswier tsjin meitsje, as er allinne Joaden finzen naem. De hegepreester wie daliks ré om it forsyk fan Saulus ta to stean; ek de Sadduceën achten dy gemeenten fan Gryksken in great gefaer foar it oansjen fan 'e timpel en foar de posysje fan it Sanhedrin. Hy sei ta, dat er Saulus brieven meijaen soe foar de synagogen to Damaskus en genôch mannen

fan 'e timpelwacht om it wurk ta in goed ein to bringen.

Net folle dagen letter gyng Saulus mei syn helpers op reis. Hy praette net folle, de strange Farizeër; hy tocht oan it wurk, dat him to Damaskus wachte. Der moast gâns fan dat folk yn 'e stêd wêze; it soe in lange rige finzenen wurde, as hja de weromreis oangyngen. Hy seach se al rinnen, de hannen boeid, de rêggen bûgd, de fuotten iepen fan 'e lange mars. En dan it forhoar foar it Sanhedrin, de giselstraf en, hwa wist, foar inkelden de dea.... It wie gjin moai wurk! Hy tocht werom oan syn stúdzje-jierren to Jeruzalem, by de wize Gamaliël en de oare wetslearaers. Dat hie in moaije tiid west, mar dat wie foarby! En ek dit wie in diel fan syn Farizeërs-plicht. It like wreed, al dy minsken yn 'e boeijen to slaen en mei to slepen nei Jeruzalem, mar yn 'e groun wie it barmhertich: it wie better skaet to wurden fan frou en bern, de giselstraf to ûndergean en opsletten to wêzen, as foar ivich forlern to gean. God, dy't de herten fan 'e minsken lêst as in iepen boek, dy wist dat er it net die út wredens, mar allinne ta heil fan it folk en foar de eare fan 'e timpel. En dyselde God soe ien kear, nei dit libben, syn iver leanje.

* * *

Nou wiene se net fier mear fan 'e stêd; yn 'e fierte seagen se de wite huzen al, boppe it grien fan 'e tunen. It soe net lang mear duorje.... Mar doe wie der ynienen in fûl ljocht, witer en blinkender as de sinne op 'e middei. It wie flak foar Saulus, en om him en boppe him en allegearre sloegen se tsjin 'e groun. De helpers fan Saulus gyngen al gau wer oerein, mar sels bleau er lizzen. Dit wie in teken fan God. En dêrmei hearde er in stim: ‘Saul, Saul, hwat forfolgestû my? Dû hellest in oardiel oer dy astû noch langer de hakken tsjin de prikkel slachtst!’

Saulus beve; hy die de eagen iepen en yn dat wyt en himelsk ljocht stie ien dy't er net koe. In ingel koe it net wêze, mar hwa wie it dan? ‘Hwat forfolgestû my?’ Hy hearde de wurden noch; it wie Arameesk en hy hie it mar al to goed forstien. En earbiedich frege er: ‘Hwa binne Jo dan, Heare?’ En wer sei datselde lûd: ‘Ik? Ik bin Jezus, dystû forfolgest.’

En doe wist Saulus, de strange Farizeër, dat al syn iver foar de wet en de timpel in dwaling west hie. It bloed fan Stéfanus, al it leed dat er oer de Gryksken brocht hie, dizze reis nei Damaskus - it hie net west ta de eare fan God, mar it wie sûnde! Ynpleats dat er striden hie foar de God fan Israël, hie er al dy tiid tsjin Gods Soan stien. Gjin tsjinstfeint hie er west, lyk as er miende, mar in okse dy't de hakken yn 'e skerpe prikkels sloech. Wol great wie syn sûnde, mar dat Jezus him to-mjitte kaem op 'e wei, dat wie genede! Hy mocht noch werom! En dimmen sei er: ‘Hwat moat ik dwaen, Heare?’ Jezus antwurde: ‘Jow dy op en gean nei de stêd en dêr sil dy sein wurde, hwatstû dwaen moast.’

'....mar sels bleau er lizzen.'

* * *

Saulus gyng oerein. It himelske ljocht wie der net mear; om him hinne wie it nacht. Hy bigriep hwat der bard wie: hy wie blyn wurden; miskien soe er noait wer hwat sjen kinne. Dan wie dat syn straf! En it wie fortsjinne. Hy taestte om him hinne, en syn reisgenoaten namen him by de hân. Hja doarsten neat to freegjen en swijend en alhiel ûntdien brochten se him de stêd yn, nei it hûs fan Judas yn 'e Rjochte Strjitte. Hja hiene wol in ljochtskyn sjoen en wol

stimmen heard, mar dat it Jezus wie, dat wisten se net en hwat er sein hie, hiene se net forstien.

* * *

Der wenne in discipel yn Damaskus, dy't Ananias hiet. In pear dagen nei de forskining fan Jezus op 'e wei nei de stêd, krige er in fisioen en rôp de Heare him. Hy hearde it sa dúdlik, as wie der ien by him yn 'e keamer: ‘Ananias’. Hy waerd net bang en sei rêstich: ‘Ja, Heare?’ De Heare spriek fierder: ‘Jow dy op en gean nei it hûs fan Judas en freegje dêr nei Saulus, hwant dy man is blyn en hat yn in gesicht sjoen, datstû him de hannen oplizze en genêze silst en nou bidt er en wachtet op dy.’

Ananias wie in tige from man en hy hie alles foar Jezus oer, mar dit koe er dochs net goedkrije. It wie net, dat er bang wie foar syn eigen libben, mar it koe net yn it bilang wêze fan 'e gemeente, as er dy wrede forfolger de eagen iepene. En krekt as destiids Mozes, doe't God him rôp yn 'e lôgjende toarnbosk, sei ek Ananias rounút, hwat er tocht. ‘Heare, ik haw heard, hwat dy man Jins hilligen to Jeruzalem oandien hat en nou is er hjir by ús kommen om elk to binen dy't Jins namme oanropt.’ De Heare antwurde: ‘En dochs moatstû gean, Ananias, hwant dizze man haw Ik útkard om myn apostel to wêzen en om myn namme út to dragen foar keningen en heidenen en foar Israëls bern en Ik sil him sjen litte, hwat er allegearre noch lije moat om myn namme.’

Ananias spriek net langer tsjin. Hy riisde oerein, gaspe de mulriem om en sette de stap nei it hûs fan Judas. Hy wie wûndere bliid. Hwat hiene se bang west, doe't hja hearden, dat Saulus fan doel wie om nei Damaskus en nou wie har slimste fijân in discipel fan Jezus. It wie him in hege eare, dat hy him de hannen oplizze en genêze mocht, en hy roun mei moedige stappen....

* * *

It wie al de tredde dei dat Saulus yn it hûs fan Judas wie en noch hie er gjin iten of drinken hawn; hy tocht der net iens oer, sa siet er oer syn sûnden yn en sa djip wie syn birou. Dat koart momint dat er foar Jezus stien en yn syn hillige eagen sjoen hie, wie er in oar minske wurden. Jezus fan Nazareth.... Nou't er him sjoen hie, net yn in fisioen, net yn 'e dream, mar fan antlit ta antlit, nou wist er dat er libbe en dat er Gods Soan wie. En hy, bline Farizeër dat er wie, hy hie bliid west om syn dea en hy hie syn discipelen forfolge! Stéfanus hie it wol goed sein: ‘Hokker profeet hawwe jim net deade?’ Hja hiene him de stêd útsleept en him stiennige, mar dat wurd hearde er nou noch, hjir yn Damaskus, safolle wiken letter.... Hoe koe it oait wer goed komme mei him, hoe koe er oait wer goedmeitsje hwat er misdien hie?

En dat er nou doch noch libje mocht, dat God noch nei him omsjen woe, dat Jezus sels him forskine woe, dat wie in wûnder. Soms tocht er, dat de Heare in doel mei him hie, dat er him brûke woe ta syn tsjinst.... Hy wie dat wurd noch net forgetten: ‘..en dêr sil dy sein wurde, hwatstû dwaen moatst!’ Hy siet stil. Om him hinne wie it noch tsjuster, mar ynienen wie it oft er sjen koe; in man kaem op him ta, in man dy't er noch noait sjoen hie, mar hy moast Ananias hjitte. Nou wie er by him en lei de hannen op syn eagen en doe koe er wer sjen.... Syn hert bounze. Dit hie in fisioen west, in iepenbiering fan God! Hy soe wer better wurde en sjen kinne. God tocht noch oan him. Oan him! En doe bitocht er, dat dy man dy't him genêze soe, ek wol in discipel wêze moast. As Jezus him net to-mjitte kommen wie, dan soe er ek dizze Ananias foar it Sanhedrin sleept ha. Hy huvere en hie in walch fan himsels. Doe bigoun er to bidden, lang en hertstochtlik.

* * *

Der wiene stappen en in doar dy't sloech. Hy hearde it risseljen fan in mantel en in blide stim, dy't sei: ‘Saulus, myn broer, de Heare hat my stjûrd, Jezus, dy't dy foarkommen is op 'e wei, datstû sjen meist en fol wêze fan 'e Hillige Geast. Hwant Hy wol dy stjûre nei de lannen fan de heidenen om har to bikearen fan 'e tsjusternis ta it ljocht, dat hja forjowing fan sûnden hawwe meije en it ivich libben.’

Hy fielde twa hannen op syn bûgde holle en tagelyk wie it as foel der in donker flues foar syn eagen wei: hy koe wer sjen! Foar him stie Ananias, de man dy't er al sjoen hie yn it fisioen en dêr't er op wachte hie. Mar dat er sa'n boadskip hawwe soe, dat hie er net tinke kinnen. Hy, de fijân fan Kristus' gemeente, hy soe in apostel fan Jezus wurde, de fûle Farizeër in apostel foar de heidenen. Wol ûnbigryplik great wie Gods genede.

* * *

Doe't Ananias fuort gien wie, fielde er hoe wurch er wie en hoe swak. Hy frege om iten en doe't er de spizen nommen en dronken hie, krige er syn krêften wer. Nou fielde er him wer soun en sterk, nou koe er alles drage, nou mocht God him útstjûre nei fiere lannen.... Miskien wie it mar goed, dat er doe noch net wist, hoe lang't er noch tiid dwaen moast, ear't er syn apostelwurk opnimme mocht....

Petrus en de gemeenten
269

Mei de bikearing fan Paulus hâldde de wrede forfolging fan 'e Gryksken op; it like wol oft hy allinne it trochset hie en oft de oare Farizeën der de moed net foar hiene. Net allinne yn Jeruzalem, mar oeral yn Juda en Galiléa en Samaria koene se rêstich gearkomme en it evangeelje forkundigje en it Sanhedrin lei har neat yn 'e wei. Der kamen ek altyd noch wer nije leden by, al gyng it net mear by greate tallen tagelyk, sa as yn it earst. En net allinne dat it tal fan 'e discipelen noch aloan greater waerd, mar har leauwe waerd sterker en hja tsjinnen de Heare lyk as it hearde en sa't de apostelen it har learden.

Hwant al dy gemeenten, oft der allinne Hebreën of ek Gryksken by hearden, stiene ûnder it taforsjoch fan 'e tolve en skikten har ûnder de lieding en de tucht fan 'e apostelen, dy't fan tiid ta tiid in rounreis makken en oeral kamen. Op ien fan dy reizen barde it, dat Petrus to Lydda kaem, in doarp oan 'e wei nei de havenstêd Joppe, sa'n fyftjin kilometer fan 'e kust. Hy waerd mei blydskip ûntfongen en hy trof der in man, Enéas, dy't al acht jier lam west hie en al dy tiid lein hie; hy koe net stean en moast as in bern holpen wurde. Petrus hie tige meilijen mei him, hwant al fielde de lamme him ryk yn Kristus, dêrom wie it wol in swier krús, dat er to dragen hie. Hy fielde, dat de Geast oer him kaem en dat er krêft hie om de man to helpen en wylst er him sterk oanseach spriek er: ‘Enéas, Jezus Kristus makket dy soun: gean oerein en spried dyn bêd.’ En daliks riisde de lamme oerein en die hwat de apostel sein hie. Net allinne yn it doarp sels, mar ek yn 'e hiele kust-streek waerd dit wûnder bikend en gâns minsken bikearden har en waerden doopt.

* * *

Petrus wie net fan doel om lang yn Lydda to bliuwen, mar hy rekke noch earder fuort as er tocht hie. Der kamen in pear mannen út Joppe by him om to freegjen, oft er daliks by har komme woe: de gemeente yn Joppe hie har stjûrd en seach tige nei him út. Yn it koart fortelden se hwat der bard wie: der wenne yn 'e stêd in rike frou, dy't ek by de gemeente hearde en tige folle goed die. Hja makke gâns klean foar de earme widdouwen en holp de minsken safolle as hja koe, mar nou wie se sa mar siik wurden en stoarn. It wie in slach foar de gemeente: hja wie noch net âld en koe sa min mist wurde. Fansels hiene se har al wosken en klear makke foar de bigraffenis, mar earst woene se wachtsje op Petrus. Hja lei op in boppekeamer, it koelste fortrek fan it hûs, mar de bigraffenis koe lykwols net in dei mear útsteld wurde. Dat as Petrus daliks mei gean woe? It wie mar in ûre of trije rinnen, dus dat wie gjin biswier....

Petrus bigriep fansels wol, hwat hja woene: hja hopen dat er Tabitha - sa hiet de frou - it libben wer jaen soe, mar dat doarsten se net rounút to freegjen. Hy koe it ek net bilove. As God it woe, dat er in wûnder dwaen soe, dan woe er wol graech, mar dit stie net oan him. Mar hy gyng al mei; dat koe noait forkeard wêze, hwant hy hie dôch al fan plan west om oer Joppe to reizgjen.

De beide mannen wiene tige bliid, dat er mei gyng en namen it as in goed teken; moedich gyngen se wer op stap, de selde lange wei werom en sadré't hja to Joppe wiene, brochten se Petrus yn 'e keamer dêr't de deade lei. It wie der tige fol; forskate widdouwen sieten om it bêd en hâldden de deade-klacht en allegearre hiene se de klean by har, dy't Tabitha by har libben makke en útdield hie. Skriemend kamen se by Petrus en fortelden hoe goed hja west hie. En nou lei se hjir op it deadsbêd en wie alles foarby.

En noch wist Petrus net hwat Gods wollen wie, oft er har it libben jaen mocht of net. Hy moast bidde, mar dat koe hjir net mei al dy froulju om him hinne; hy wonk en hja gyngen daliks de keamer út. Troch har triennen hinne glimken se: Petrus hie al sa folle wûnders dien, it soe mei Tabitha ek wol goedkomme.

Doe't er allinne wie mei de deade, knibbele er foar it bêd en bigoun to bidden; der wie gjin stim en gjin forskining, mar doe't er oerein gyng, wist er hwat him to dwaen stie. Hy bûgde oer it bêd en sei: ‘Tabitha, stean op!’ Hja sloech daliks de eagen op en gyng oerein sitten en Petrus joech har de hân en holp har fan it bêd. Doe rôp er de discipelen en de widdouwen en fortelde hwat der bard wie. Sa great as earst it fortriet west hie, sa great wie nou de blydskip.

* * *

It spriek fansels dat it wûnder ek yn 'e stêd bikend waerd; de measte minsken dy't der wennen koene Tabitha wol en wisten fan har forstjerren en in moai great tal leaude yn Jezus en liet har dope. Petrus hie dus to'n earsten wurk genôch to Joppe en hy bleau noch gâns in skoft yn 'e stêd. Om de iene of oare reden

kaem er yn 'e kost by in man dy't ek Simon hiet en dy't fan syn fak leartouwer wie. It wie nou just net in gaedlik kosthús foar in apostel: in leartouwer lei doedestiids net op in bêste namme om't er hast altyd ûnrein wie, - hy gyng ommers altyd mei fellen fan deade bisten om! - en in Farizeër soe foar gjin jild by sa'n man yn 'e hûs wolle. Petrus wie gjin Farizeër en hy hie ek langernôch mei Jezus forkeard om net al to bang to wêzen yn sok ding, dat hy skikte him en bleau yn it hûs fan Simon. Mar, foar alle wissichheit, iet er dochs mar leaver net mei de leartouwer oan tafel!

* * *

It wie yn dit hûs, dat Godsels op in kear syn apostel rôp om nei in heidensk man ta to gean en to iten mei ûnbisnienen. En dat wie foar in echte Hebreër dochs altyd noch gâns slimmer as oan 'e selde tafel to sitten mei in Joad dy't troch syn wurk ûnrein wie....

De Geast oer ûnbisnienen
270

In ûre of tsien rinnen fan Joppe ôf it Noarden yn lei de havenstêd Caesaréa, dy't tagelyk de haedstêd fan 'e provinsje en de résidinsje fan 'e procurator wie. Der wennen, lyk as yn alle greate stêdden, gâns Joaden, mar dat naem net wei dat it yn 'e groun in heidenske stêd wie mei in circus, in skouboarch en sels in timpel foar de godlike Keizer. It sprekt fansels dat der yn sok in stêd ek soldaten leine: yn dizze tiid wol sa'n trije tûzen, meast Syriërs, mar der wie ek in kohorte Italianen by, in lytse keurtroep. By dizze lêste kohorte tsjinne in centurio, dy't de namme Cornelius droech.

Hy wie yn hiele Caesaréa bikend as in rjochtfeardich en flink offisier, mar ek de Joaden yn 'e stêd seagen heech by him op, al wie er dan in Romein en in heiden. Nammers, in heiden sûnder mear wie er lang net: hy hie de goaden fan Rome de tsjinst opsein en freze nou de Heare; as in echte Joad hâldde er sa folle mooglik de sabbat, kaem er trou yn 'e synagoge en joech er gâns oan 'e earmen. Allinne ien ding ûntbriek him noch: hy wie net bisnien en waerd dus net by it folk fan Israël rekkene. Dat wie ek net maklik foar immen yn syn posysje; as er proselyt waerd, soe er ûntslach nimme moatte út 'e tsjinst en hy hie oars net leard as it soldate-wurk. En dochs, seine de strange Joaden, as it him ynmoed wie mei de tsjinst des Heare, dan soe dat der dochs fan komme moatte: gjin heiden koe oait de himel yngean, as er net earst bisnien wie en opnommen yn it forboun mei Abraham.

En dat woe Cornelius nou krekt net oan! As er werklik leaud hie, dat syn ivich heil fan 'e bisnijenis ôfhong, dan soe er syn wurk en amt der oan jown hawwe, mar it wie as fielde er dat der mear, dat der hwat oars nedich wie as dit útwindich teken. Hy wist sels net rjocht hwat him noch ûntbriek, mar hy leaude, dat syn hert foroarje moast en dat koe God allinne dwaen. Gjin synagoge-tsjinner mei syn stiennen mes koe him de frede jaen en de blydskip-yn-God, en dêrom hâldde er oan mei bidden en die er jelmissen.

* * *

It wie op in middei om trije ûre, doe't er wer oan it bidden wie, dat er in ingel yn 'e keamer kommen seach. Hy waerd tige kjel en bigriep, dat God him hwat to sizzen hie. Dat doe't de ingel him oanspriek en sei: ‘Cornelius!’, antwurde er beevjend: ‘Hwat is der oan, Heare?’ De ingel naem wer it wurd. ‘Dyn bidden en dyn jelmissen binne opkleaun ta God yn 'e himel en Hy sil dy syn frede jaen. Stjûr dan in pear

mannen nei Joppe en lit har Simon Petrus ophelje, in man dy't yn 'e kost is by de leartouwer, dy't syn hûs hat by de sé en hy sil dy sizze hwatstû dwaen moast.'

Cornelius hoegde net lang nei to tinken oer it boadskip fan 'e ingel. Syn gebet wie forheard en hy soe de frede fine, dêr't er al sa lang nei útsjoen hie! Alles hwat dy man út Joppe him oplizze mocht, soe er neikomme, sels al moast er him bisnije litte. Sa gau as it koe, liet er twa fan syn hússlaven komme en mei in soldaet dy't ek de Heare tsjinne, stjûrde er se nei Joppe. Hja moasten foaral sizze, dat er in ingel sjoen hie, oars soe sa'n hillich man net iens by him, in heiden, yn 'e hûs komme doare....

De trije mannen setten moedich de stap der yn en rounen dy jouns noch in fiks ein; nei in koarte nachtrêst gyngen se doe de oare moarns bitiid wer fierder en om tolve ûre de middeis wiene se to Joppe.

* * *

Om dyselde tiid wie de apostel Petrus op it dak fan it hûs klommen om syn gebet to dwaen. Doe't er klear wie, hie er sin oan iten en om't er dochs allinne iet, rôp er nei ûnderen oft hja daliks hwat foar him klear sette woene. It soe noch wol in skoftsje duorje en

salang bleau er mar boppe; der wiene wol minder plakken yn it leartouwers-hûs as hjirre op it romme dak, mei it útsicht op 'e sé, dy't to blinken lei yn 'e sinne.

En ûngemurken, sûnder dat er it sels earst wist, rekke er bûten himsels; hy seach de huzen fan 'e stêd net mear en de wide sé net: hy seach allinne mar mear it djippe blau fan 'e loft en dêrfoar in machtich wyt lekken, dat oan 'e fjouwer hoeken dellitten waerd út 'e iepen himel. Doe't it leger kaem, seach er dat it fol bisten wie; greate en lytse, fûgels en krûpende dieren, rein en ûnrein, alles krioelde troch elkoar. Petrus draeide him om; in fromme Joad, al hie er noch sa'n honger, walge by it sjen fan sok ûnrein fé. Hwant ek fan 'e reine dieren yn dit wûnderlik lekken mocht er nou net mear ite: de ûnreine hiene ek de oare ûnrein makke.

En tagelyk wie der in stim út 'e himel, dy't sei: ‘Gean oerein, Petrus, slachtsje en yt!’ De apostel stie forslein. Mar dat koe dochs net, dat Godsels him oplei om de spiiswetten to brekken? Dit moast in forsiking wêze: de Allerheechste woe him hifkje, oft er wol trou wie yn dy dingen! En hast forheftich sei er: ‘Yn gjin gefal Heare, hwant ik haw noch noait yn myn libben hwat iten, dat ûnhillich wie of ûnrein.’ De stim út 'e himel antwurde: ‘Hwat Godsels rein forklearre hat, meistû net ûnrein neame!’

Ek dat lêste, kleare wurd fan God, koe Petrus net goedkrije. It kaem net yn him op, dat Jezus alle dingen nij makke hie en dat der nei syn offerdea gjin rein of ûnrein mear wie; hy hâldde mei hiel syn hert fêst oan de âlde Joadske wetten, dêr't er by great wurden wie en sels in stim út 'e himel brocht him net ta oare gedachten.

En jitris kaem it lekken del en wer sei de stim: ‘Slachtsje en yt!’, mar Petrus skodholle en sei: ‘Yn gjin gefal, Heare....’ Hy hearde mar al to goed, hoe't de Heare antwurde: ‘Hwat God rein forklearre hat, silstû net ûnrein neame!’, mar hy foroare der him net om. Sels doe't it lekken foar de tredde kear omleech kaem en dyselde stim him de tredde kear moanne, sei er koppich: ‘Né Heare, yn gjin gefal....’ Doe waerd it lekken omheechlutsen yn 'e himel en it fisioen wie foarby.... Der wie oars net mear to sjen as de wite huzeblokken fan 'e stêd en it griene lân en oer de blauwe sé de hege, ljochte loft....

Petrus wist noch net hwat er der oan hie. It moast in bitsjutting hawwe, dit himelsk gesicht, mar hy wist net hwat! Hy wie noch altyd yn 'e forbylding, dat er goed dien hie en it muoide him net, hwat er sein hie, mar dochs wie er ûnrêstich. Hy woe sa graech dwaen hwat de Heare him oplei, mar as er it nou net bigriep? En ûnreine spizen to iten, dat kòe er net dwaen, dat kòe de Heare net fan him fergje!

Under yn 'e strjitte hearde er stappen en in lûde stim frege: ‘Wennet Simon hjir, dy't de bynamme Petrus hat?’ Hy harke der nei, mar syn hert wie der net by. Dat lekken.... Dat ûnbigryplik wurd út Gods mûle.... En dêrmei wie der wer in stim, net lûd lyk as dy earste kearen, mar dochs dúdlik: ‘Sjoch, dêr binne trije mannen dy't om dy sykje: jow dy op, gean nei ûnderen en tsjoch mei har, sûnder dy to birieden, hwant Ik haw se stjûrd.’

Binijd gyng er de trep del. Yn it foarperteal stiene trije mannen: twa slaven en in Romeinsk soldaet. Heidenen.... Koe er dy yn 'e hûs biede en mei har ite en.... En doe wist er ynienen hwat dat gesicht bitsjutte! God woe him leare, dat er gjin ûnderskie mear meitsje mocht tusken rein en ûnrein, dat er frij yn in heidensk hûs gean mocht en mei heidenen ite. ‘Hwat God rein forklearre hat, silstû net ûnrein neame.’ It gyng tsjin alles yn, dat er oait leard en leaud hie, mar hy moast him der by deljaen: God soe it wol better witte as hy!

‘Hwat is de reden’, frege er freonlik, ‘dat jim hjir kommen binne?’ Ien fan 'e mannen antwurde: ‘Wy steane yn tsjinst fan Cornelius, in centurio to Caesaréa, in rjochtfeardich man, dy't God frezet en dy't tige yn oansjen is by de Joaden yn 'e stêd; dy hat in iepenbiering krige fan God troch in hillige ingel, dat er jo biede moast

yn syn hûs, om fan jo to hearren, hwat er dwaen moat om frede to finen foar syn hert.'

Petrus hoegde him net mear to bitinken. 'Ik sil mei jimme gean', sei er, 'mar kom earst yn 'e hûs; ik moat noch ite en jim sille honger biroun ha. Moarn, as jimme goed útrêste binne, geane wy op reis.' De trije mannen bûgden tankber; nei hwat Cornelius har forteld hie, twivelen se der net oan, dat Petrus mei gean soe, mar op sa'n ûntfangst hiene se dochs net rekkene.

En sa kaem it dy oerdeis, dat Petrus, de foarman fan 'e Hebreën, mei ûnbisnienen iet yn it hûs fan in leartouwer. As it net sa'n great en wichtich ding west hie, hie er der om laitsje kinnen! In dei earder hie er it foar gjin jild yn 'e wrâld dwaen wollen, mar nou, nei dat fisioen op it dak, wie alles oars. Foar him wie der gjin ûnderskie mear tusken rein en ûnrein, tusken Joad en heiden, tusken in soan fan Abraham en in soldaet fan 'e Italiaenske kohorte. Hy siet mei ûnbisnienen oan 'e tafel en, o wûnder, it smakke der him net minder om!

Mar al wie de apostel Petrus dan sa fier, dat woe noch net sizze, dat ek de oare alve en de gemeente to Jeruzalem it allegearre goed fine soene. It lei Petrus by, dat der noch hiel hwat ûnienichheit út fuort komme koe en dat er nei de reis nei Caesaréa rekkenskip fan syn dieden jaen moast. Om op alles klear to wêzen,

like it him it bêste ta, dat er net allinne gyng; der wiene by de gemeente fan Joppe wol in pear leden dy't mei woene nei Cornelius en dy koene dan letter altyd fortelle, hwat der krekt bard wie yn it hûs fan 'e centurio en hwerom't it net oars koe. En bihalve dat er sa in pear tsjûgen hie, dy't it letter foar him opnimme koene, wie it foar alles ek better; as de soldaet fan Cornelius mei twa slaven reizge, joech it gjin pas dat de boade des Heare allinne kaem.

Dat de oare moarns trieken se meiïnoar it Noarden yn, de apostel Petrus mei de tsjinners fan Cornelius en in stikmannich leden fan 'e gemeente to Joppe; de deis dêroan kamen se to Caesaréa oan.

* * *

Cornelius hie al forwachte dat syn boaden dizze fjirde dei werom wêze koene en dêrom hie er syn famylje en freonen by him bean. It wie gâns in rounte yn 'e wide keamer en allegearre wiene se tige binijd, hwat dy Simon Petrus sizze soe. Dat in ingel Cornelius oplein hie om him to heljen, dat wie wol in biwiis, dat er hwat bysûnders to sizzen hie, hwat oars as de Joaden fan Caesaréa en de lieders fan har synagoge.

Doe't it selskip by de doar stie, riisde Cornelius hastich oerein om Petrus to bigroetsjen; hy foel foar him del en die him hulde, net oars as wie er gjin minske, mar in ingel fan God. Petrus waerd der suver kjel fan en hastich stiek er him de hân ta. ‘Gean stean’, sei er, ‘ik bin ommers mar in gewoan minske.’

Hy seach frjemd op, doe't er it hiele selskip seach. Dit wiene dus allegearre minsken, dy't God frezen en wachten op 'e forkundiging fan it evangeelje! Hy wie bliid dat er kommen wie. ‘Jim witte’, sei er, ‘dat it in Joad forbean is om omgong to hawwen mei de ûnbisnienen en om yn har hûs to kommen; ik soe it dan ek wis net dien hawwe, as God sels my net sjen litten hie, dat ik gjin minske ûnrein neame mei. Dêrom bin ik ek sûnder tsjinsprekken meigien en nou freegje ik: Om hwat reden hawwe jimme my bean?’

Cornelius naem it wurd en fortelde, hwat de ingel him oplein hie en dat er doe dyselde deis noch boaden stjûrd hie. ‘En jo hawwe der goed oan dien hjir to kommen, hwant wy binne hjir allegearre foar Gods each, om alles to hearren, hwat jo ús yn Syn namme to sizzen hawwe.’ Doe setten se har nei harkjen en Petrus bigoun to sprekken.

‘Nou bigryp ik earst goed, dat God de persoan net oansjocht, mar dat Er elk leafhat, dy't Him frezet, út hokker folk er ek berne is. Mar dat hie Er ús ek al earder iepenbiere, doe't Jezus Kristus noch by ús wie, dy't in Heare is net foar de Joaden allinne, mar foar alle folken.’ En doe bigoun er har Jezus to forkundigjen, hoe't er mei har gyng troch de stêdden en doarpen fan Israël, hoe't er stoarn wie oan it krús en opstien út 'e deaden en dat er ien kear komme soe om to oardieljen de libbenen en de deaden.

Hy spriek lang en mei greate klam en hy fornaem wol, dat syn harkers gjin each fan him ôfhiene. It wie oft der in nije wrâld foar har iepengyng en in greate frede kaem yn har herten. Petrus spriek mar troch; hy brocht al mear teksten by om to biwiizgjen, dat al de profeten fan Jezus sprutsen hiene; strak soe er har dope, as hja wier yn Kristus leauden en miskien - mar dêr wie er lang net wis fan! - soe God ek har op syn gebet de Hillige Geast yn it hert jaen. De Geast oer ûnbisnienen, it wie hast net to leauwen....

Hy stie noch to sprekken, doe't it wûnder barde: op al dy heidenen foel de Hillige Geast en hja bigounen to sprekken mei frjemde tongen en forhearliken God. Petrus hâldde op. It foege him to swijen, nou't God sels spriek troch de mûle fan dizze

Romeinen. Mar in great wûnder wie it: hy hoegde har net ienris de hannen op to lizzen en net iens to bidden en noch ear't hja har leauwe biliden hiene, krigen se de Geast! Hy wie forbaesd en tige bliid, mar de seis mannen út Joppe stiene alhiel forslein en koene der net by, dat soks mooglik wie. It lei har op 'e lippen om to sizzen: Mar dit giet dochs to fier, mar hja bitochten har noch op 'e tiid. Dit wie net it wurk fan Petrus, dit die God sels en it foege har net om der hwat fan to sizzen.

Doe kaem Petrus op har ta en sei: ‘Jimme mannen fan Joppe, wurdt it nou net tiid, dat hja doopt wurde, nou't hja de Hillige Geast ûntfongen hawwe, krekt lyk as wy?’ De seis mannen knikten; it woe har noch hast net oan, mar hja doarsten der ek net tsjin yn to lizzen. Sa waerden hja allegearre dêr yn it hûs fan Cornelius doopt en hja smeken Petrus oft er noch in pear dagen bliuwe woe; hja moasten noch sa folle leare....

* * *

Fansels koe it net forburgen bliuwe, hwat der bard wie to Caesaréa: ek de apostelen en de oare discipelen hearden der fan en it joech in hiele opskuor yn 'e gearkomsten. Dat Petrus dy ûnbisnienen it evangeelje forkundige, dêr soene se neat fan sizze, mar dat er dêr dagen lang bleaun wie en mei har iten hie, dat kaem net to pas! Hoe moast it komme mei Gods gemeente, as in apostel sels de spiiswetten forachte en mei heidenen iet? Telde Petrus dan de besnijenis net mear en it forboun mei Abraham? Koe alles der dan mar op troch? As Petrus wer to Jeruzalem kaem, soene se it him sizze! Hy wie wol har apostel en ien fan har foarmannen, mar dêrom mocht er alles mar net dwaen!

Net lang neitiid kaem Petrus to Jeruzalem en om't er wist, hoe't der oer him praet waerd, naem er de seis mannen út Joppe mei. Sadré't hja yn it formidden fan 'e gemeente wiene, waerd de oanfal ynset: skerpe

wurden foelen der en oan 'e ein kaem de biskuldiging: ‘Jo binne by ûnbisnienen yn 'e hûs gien en hawwe mei har iten.’

Petrus riisde daliks oerein en naem it wurd. ‘It is sa, ik haw mei ûnbisnienen iten en dagen lang mei har forkeard, mar jim moatte net tinke, dat ik it út my sels dien haw. To Joppe haw ik in fisioen hawn en hat God my leard, dat der gjin ûnderskie mear is tusken spize en spize, tusken Joad en heiden. It wie my like nij as jimme nou en yn myn dwaesheit haw ik my tsjin God forset: ta trije kear ta hat de Heare my tasprekke moatten. Doe't ik ûnder kaem, stiene der trije mannen by de doar om my op to heljen en de Hillige Geast lei my op om sûnder birie mei to gean. Hie ik doe soms wegerje moatten?....

Sa bin ik nei Caesaréa gien, mar net allinne: dizze seis bruorren hawwe mei west en witte, hwat dêr bard is. Dêr wachte de man Cornelius al op my, hwant hy, hoewol't er net bisnien is, hie in ingel fan God sjoen, dy't tsjin him sei: “Untbied Simon, dy't ek Petrus neamd wurdt en hy sil dy leare, hoestû bihâlden wurde silst, dû mei dyn hiele hûs.” Harren haw ik doe it evangeelje forkundige en wylst ik noch spriek, foel de Geast op har, lyk as de deis fan Pinkster op jimme en my. As hja dan itselde leauwe as wy, en mei deselde Geast doopt binne as wy, mocht ik har dan op in ôfstân hâlde en ûnderskie meitsje tusken har en ús? As ik by myn tafel weikearde dy't fol wiene fan 'e Geast, soe it dan net west ha as woe ik God sels keare?’

Nei dizze wurden fan Petrus wie der net ien mear dy't tsjin him ynlizze doarst; dêr yh Caesaréa hie de Heare sprutsen en dan paste it minsken to swijen. En doe't hja noch mear heard hiene oer Cornelius en syn húsgenoaten en oer it wûnder dat oan har bard wie, waerden se bliid en forhearliken God, dy't sels oan heidenen it ivich libben joech.

* * *

It like wol oft nei dizze gearkomste to Jeruzalem alle biswieren weifallen wiene en dat de forkundiging oan 'e heidenen nou daliks bigjinne koe. Ynpleats hat it noch jierren en jierren duorre ear't de earste boaden fan Kristus nei fiere lannen teagen en doe't it einlings sa fier wie, wie it net de gemeente fan Jeruzalem dy't har útstjûrde, mar de tsjerke yn in heidenske stêd, fier oer de grinzen fan Israël.

Paulus, de Roppene
271

Nei syn bikearing op 'e wei fan Damaskus en it bisyk fan Ananias, wie Saulus yn 'e kunde kommen mei de gemeente dêrre. Hy die har it forhael fan 'e forskining en allegearre wiene se oer de mjitte bliid, dat de fijân fan Gods folk in discipel fan Kristus wurden wie; hja fortrouden him en namen him op yn har rounte en der wie net ien, dy't him syn eardere sûnden forwiet. Dat wie him sels al genôch yn 'e wei....

* * *

Doe't er hwat ta rêst kommen wie, moast er alderearst mei him sels útmeitsje, hwat him nou fierder to dwaen stie. Hy koe fansels nei Jeruzalem gean en tsjin de tolve sizze, dat hy nou ek in roppen apostel wie, mar it wie de fraech noch, oft hja him, de forfolger fan 'e hilligen, sa gau al opnimme soene yn har rounte. Der wie to folle bard, dat net wer goed koe en dat mei de tiid slite moast. Ien kear soe er wis mei de tolve rieplachtsje moatte, hja wiene op it lêst de lieders fan 'e Tsjerke, mar it wie better, dat der earst hwat tiid oer forroun. En hy hoegde dêrom noch net sa lang stil

to sitten: nou't Kristus sels him roppen hie ta it apostelskip, koe er ek sûnder in oanstelling fan minsken syn evangeelje forkundigje.

Dat hy sette alle plannen om fuort to gean fan him ôf en fuort de earste Sneons stie er al to sprekken foar de Joaden yn 'e synagoge en mei alle klam bitsjûge er har, dat Jezus fan Nazareth opstien wie út 'e deaden en dat er de Soan fan God wie. It joech in hiele opskuor, dêr yn 'e synagoge. Hja hiene al heard, dat Saulus op 'e wei nei Damaskus in gesicht hawn hie, mar hwa hie oait tinke kinnen, dat er sa foroare wie? Wie dit de man, dy't to Jeruzalem de minsken fan dy wei oan 'e dea ta forfolge en dy't ek to Damaskus har bine en boeije soe? Hja wiene sa forbaesd, dat hja gjin wurden fine koene. It wie to dwaes: in man dy't stoarn wie oan it krús soe Israëls Messias wêze en de Soan fan God! Gjin ien dy't by syn folle forstân wie, koe soks leauwe!

Mar doe't Saulus de oare sabbat wer spriek en letter ek yn 'e oare synagogen, doe kaem der wol forset. Forheftich bigounen se tsjin him to débattearjen, mar hy bleau har it antwurd net skuldich; net

om 'e nocht wie er jierren lang yn 'e wet ûnderrjochte en mei de romte fan teksten biwiizge er har, dat al de profeten fan Jezus sprutsen hiene en dat yn him alle Skriften forfolle wiene. En sa hertstochtlik spriek er, dat gjin ien tsjin him ppkoe en dat hja biskamme swijden. Doe waerden se forgrime en makken in gearspanning tsjin him om him to deadzjen. De ein wie dat er syn libben net mear feilich wie en de stêd út moast.

* * *

Hy sette him nei wenjen earne yn Arabië, miskien net iens sa fier fan Damaskus ôf, hwant dy hiele streek waerd doedestiids by Arabië rekkene. Langer as twa jier bleau er dêr, sûnder dat er omgong hie mei oare discipelen, mar ek yn 'e ôfsûndering libbe er ticht by God. Soms foel it him wol tige swier en waerd de langst him hast to sterk om der op út to tsjen, de heidenlannen yn, mar hy bigriep, dat er dat net dwaen koe op eigen ban en boet: hy moast geduld leare en wachtsje oan't God sels him it paed wiisde. It sòe komme: hy wie in roppene en de Heare forgeat him net.

It tredde jiers, doe't der noch gjin útsjoch wie op foroaring, koe er it net langer úthâlde en gyng er wer nei Damaskus. Mei greate frijmoedichheit bigoun er wer to sprekken yn Jezus' namme, mar ek nou woene de Joaden neat fan syn boadskip witte. It duorre net lang, doe makken se al wer in komplot en dizze kear krigen se help fan in lânfâld fan kening Arétas, dy't syn rjochtsgebiet yn it lân om Damaskus hie. En wer hie Saulus, de roppen apostel, de dea foar eagen: wylst yn 'e stêd de Joaden op him loerden, bisette de lânfâld de wegen nei bûten. By nacht en by dei hâldden se de wacht en Saulus wie forburgen yn it hûs fan ien fan 'e discipelen, dy't op 'e stêdsmuorre wenne. Op in donkere nacht lieten syn freonen him yn in koer út it finster sakje en mei gefaer fan syn libben, tusken de donkere hôven troch, slagge er troch de omsingeling en yn it iepen fjild. Hy wie tankber dat er it libben der ôfrêdden hie, mar hy wist net mear hwêr't er nou hinne moast. Op it lêst naem er in bislút en reizge nei Jeruzalem. Faeks wie it ek dêr net feilich foar him, mar it waerd tiid dat er mei Petrus en de oaren spriek. It koe nou noait lang mear duorje, dat God him roppe soe!

* * *

Sa kaem Saulus fan Tarsus nei trije jierren wer werom yn Jeruzalem en syn hert kloppe fûl, doe't er wer troch de smelle strjitten roun en oer it wide timpelplein. It like as wie it de dei fan juster, doe't er de poarte útgien wie, op dy ûnforjitlike reis nei Damaskus en dochs wie alles oars! Doe wie er in Farizeër, in riedshear yn it Sanhedrin en hie er in greate rounte fan freonen, - nou wie er in roppen apostel fan Jezus Kristus, mar in apostel sûnder wurk, in swalker sûnder thús. En net hy allinne wie foroare! Trije jier lyn waerden hjir wol de Gryksken forfolge en ta de stêd út dreaun, mar de tolve wiene noch yn oansjen by it folk en sprieken noch yn 'e timpel; doe woun de gemeente noch by de dei oan en nou kaem der mar inkeld mear ien by en wiene de apostelen almeast op reis nei de bûten-gemeenten. Allinne Petrus wie noch yn 'e stêd en dan Jakobus, de broer fan Jezus. Dêr soe er dus mei prate moatte, mei dy twa....

Op 'e iene of oare wize kaem er yn in rounte fan discipelen en frege, hwer't er Petrus fine koe. Hja makken der har ôf en hy koe oan alles wol fornimme, dat hja bang fan him wiene. Hy fortelde, hwat er allegearre trochmakke hie en dat er nou ien fan harres wie, - doopt yn 'e selde namme en mei deselde Geast - mar hoewol't hja it net plan-út seine, wie it dúdlik dat hja him net fortrouden. It wie in bittere

toloarstelling foar him, mar hy koe it har net kwea ôfnimme. Hy stie mei skuldich oan 'e dea fan Stéfanus, oan it bloed fan al dy oaren; hy hie har Hear en Heilân forfolge, dat hoe soene se him nou sa mar ûntfange as in broer yn Kristus? It wie fortsjinne hwat hja him oandiene, mar lykwols wie it swier, foar ien dy't Jezus sa leaf hie.

Dat as der op it lêst net ien west hie, dy't him leaude en him fortroude, dan hie dy hiele reis nei Jeruzalem in mislearring wurden. Dy iene, dy't him bigriep en heech by him opseach, wie Jozef Barnabas; hy brocht him by Petrus en Jakobus en fortelde harren alles, hwat der mei Saulus bard wie. Wol rounen se fier útinoar, de beide apostelen: de fiskerman út Galiléa en de Farizeër út Jeruzalem, mar krekt Petrus koe in man as Paulus forstean en wurdearje. Saulus hie de gemeente forfolge, ear't er roppen waerd ta it apostelskip, Petrus hie syn Master forsake ear't er syn trouste tsjinner wurden wie. En Petrus, dy't sels wist fan forskiningen en fisioenen, dy koe him, better as de oaren, yntinke, hoe't dat west hie, dêr op 'e wei by Damaskus; hy stelde Saulus foar oan 'e gemeente en sa waerd de iensume swalker dochs noch opnommen yn it formidden fan 'e bruorren.

Mar lang duorre it net. Doe't er ien kear opnommen wie yn 'e gemeente, koe Saulus it net litte en forkundigje it evangeelje ek yn Jeruzalem. Ek hjirre rjochte er him binammen ta de Gryksk-sprekkende Joaden, en ek hjirre roun it út op in fûl konflikt. Hja leine forheftich tsjin him yn en doe't hja it yn it débat net fan him winne koene, makken se plannen om him to deadzjen.

Op in kear, doe't er op it timpelplein wie, waerd it him suver to machtich. Hwat moast it oait wurde mei him? Hy koe noch sa sprekke en noch safolle teksten bybringe, hja leauden him net! God hie him útkard om de heidenen it heil to bringen, mar hoe soe dat kinne, as er sels dizze Joaden net bikeare koe?

En doe, wylst er dêr stie, wurch en moedeleas, krige er in fisioen: hy seach net mear hwat der om him hinne wie, mar it wie as stie de Heare Jezus foar him en dúdlik hearde er syn stim, dy't spriek: ‘Gean mei hasten út Jeruzalem, hwant net ta dit wurk haw ik dy roppen: hjir yn Jeruzalem sille se dyn wurd net oannimme.’ Saulus antwurde: ‘Och Heare, it is om myn sûnden dat hja my net leauwe wolle; hoe soene se ek om sizzen jaen fan my, dy't in forfolger wie en dy't in wolbihagen hie oan 'e dea fan Stéfanus?’ De Heare gyng net op syn fraech yn, mar as in djippe treast kaem op 'e nij syn stim: ‘Gean, en Ik sil dy omfierrens ta de heidenen stjûre.’

Dyselde deis noch gyng Saulus de stêd út, fol moed nei it gesicht yn 'e timpel; in pear fan 'e bruorren gyngen mei oan Caesaréa ta en letter triek er allinne fierder nei de stêd dêr't er berne wie: Tarsus.

* * *

Yn 'e tiid dat Saulus der wenne, wie Tarsus in drokke bloeijende stêd, bikend om syn weverijen en tinten, mar net minder om syn wysheit en geleardens. It lei yn in fruchtbere flakte, ticht by it plak dêr't de kust fan Syrië nei it Westen bûcht en tichteby it greate eilân Cyprus. Syn heit hie hjir in fornaem man west, bikend en yn oansjen by de trouwe Joaden, mar tagelyk ek boarger-fan-Rome. Dat Romeinske boargerrjocht hiene yn dy tiid tûzenen minsken yn Syrië en Asia en ek Saulus hie it troch syn heit. Oaren hiene it krige as in hege gunst, mar soms, as de iene of oare keizer om jild forlegen wie, koe men it keapje foar in fikse som. It wie ek wol hwat wurdich; Saulus sels hat der letter mear as ien kear tige foardiel fan hawn....

It wie yn dizze stêd, dat er nou wenne en dat er wachte op 'e tiid, dat God him útstjûre soe nei de heidenlannen. Nei it timpelfisioen yn Jeruzalem, tocht er fêst, dat it net lang mear duorje soe. Ynpleats waerd it wol sa'n fjirtjin jier, alteast net folle koarter. It moat him tige swier fallen wêze, to-mear om't er mei de hannen de kost fortsjinje moast. Lyk as de measte Farizeën wie er net in man mei jild en hie er by syn stúdzje ek noch in fak leard: it tinte-meitsjen.

Hy sil it, mei syn baernende leafde foar Kristus, ek yn Tarsus wol net litte kinnen ha, om yn 'e synagoge it evangeelje to forkundigjen, mar folle hat it yn elk gefal net jown en it wie net it greate, wide wurk, dêr't syn hiele hert nei útgyng. It moat him wol swier fallen wêze, dat lange wachtsjen en hy sil wol ris tocht ha: Hwerom moat dat nou sa? Myn bêste jierren geane foarby en as it Gods tiid is, bin ik in man op jierren en wurdt it reizgjen safolle swierder. Miskien, dat er dan wer treast foun yn 'e Skrift, yn dy âlde forhalen fan Jozef en fan Mozes, dy't ek geduld leare moasten, ear't God har brûke koe ta Syn wurk. Hoe't it ek west hat, ien ding is wis: hy hat net twivele oan syn ropping, dy't er heard hie út Jezus' eigen mûle....

En ienkear alteast hat er dêr yn Tarsus hwat greats bilibbe, hwat dat er syn libben lang net wer forgetten hat. Hy wist sels net hoe 't it krekt wie: fisioen of werklikheit, mar op in kear waerd er optein yn Gods Paradys, yn 'e himel, en dêr hearde er de stim des Heare: wurden dy't gjin minske oait wer neifortelle kin en dy't er net iens sizze mèi mei syn sûndige lippen. Sok in hearlike iepenbiering hie foar him noch noait in minske hawn: Abraham net iens, dy't spriek mei God as in man mei syn freon en Mozes net op 'e berch Sinaï en sels Petrus net en de oare apostelen. It makke him sa bliid, dat er nou fuortoan, tocht er, alles wol drage koe.

* * *

Net lang nei dy tiid krige er lykwols in pynlike kwael, dy't him tige hindere by syn wurk. Yn ien fan syn brieven hat er der letter oer skreaun en dat it tige slim wie, docht wol bliken út 'e wurden dy't er brûkte: ‘dat ik net greatsk wurde soe is my in toarne jown yn it flesk, in ingel-fan-satan om my mei fûsten to slaen.’ Hy skreau der net by, hwàt it wie: dizze apostel wie gjin man om to kleijen oer syn eigen lêst!

Trije kear bea er mei ynmoed ta de Heare, oft Er him forlosse woe fan dy slimme kwael; net om't er it net drage koe, en net om't er it ûnrjochtfeardich foun, - wie er net de slimste fan alle sûnders, hy dy't Kristus forfolge hie? - mar om't it him bihinderje moast yn syn apostelwurk. Hwat hie de hege God oan in tsjinner, dy't swak wie en mei in kwael bisocht? Wie it al net slimmernôch, dat er al net sa jong mear wie en dat syn krêften minderen? Nei dat tredde gebet spriek de Heare him jitris oan: ‘Bid my net mear oer dizze saek, Saulus! Dû bist bang, datstû to swak wêze silst om myn wurk to dwaen? Ik siz dy, dat ik krekt swakke tsjinners brûke wol, hwant myn krêft wurdt folbrocht yn har swakkens.’

It sil sels foar in man as Saulus net maklik west ha om dat to leauwen en hwa wit, hwat it him koste hat om him del to jaen ûnder Gods wollen. Mar hy hàt it leard en doe't lang-om-let de tiid der wie, hat er mei syn swak lichem, yn 'e krêft des Heare, greate dingen dien en it evangeelje fan Kristus útdroegen yn 'e lannen fan Asia en yn Grikelân en oant yn Rome ta....

Herodes Agrippa
272

Yn 'e tiid dat Saulus yn syn berte-stêd Tarsus forkearde en útseach nei de dei dat er mei syn apostelwurk bigjinne koe, waerd it der net better op mei de gemeente to Jeruzalem. Lang nei de dea fan Stéfanus en de forfolging fan 'e Gryksken wiene de apostelen yn 'e stêd bleaun en wie net ien har lestich; it Sanhedrin bimuoide him net mei de Hebreën en it folk wie har net ûngenegen.

Stadichoan lykwols bigoun dat to foroarjen. De minsken fan Jeruzalem bigounen yn to sjen, dat dy gemeente fan Jezus Kristus dochs noch hwat oars wie as in aparte groep yn 'e synagoge, lyk as hja altyd tocht hiene en doe't der geroften gyngen, dat ien fan 'e lieders to Caesaréa iten hie mei de ûnbisnienen en dat dêr yn dy heidenske stêd sels Romeinen doopt wiene, doe sloech de stimming alhiel om en rekken ek de Hebreën út 'e gunst. Ek it Sanhedrin seach har mei skeane eagen oan en tocht der oer om de tolve it sprekken wer to forbieden, mar ear't hja noch fan wegen komme koene, briek ûnforwachts de forfolging wer los en gyng it nijs troch de stêd, dat kening Herodes Agrippa ien fan 'e apostelen, Jakobus, de broer fan Johannes, ta de dea foroardiele hie.

* * *

It wie wol in tige frjemde figuer, dizze fazal-kening fan Israël. Yn syn jonge jierren hie er in wylde bruijer west en laette er in ûnsedich libben; letter hie de keizer fan Rome him om it iene of oare forgryp yn 'e boeijen slein en it hie fêst op in dea-fonnis útroun, as de âlde Tiberius net krekt op 'e tiid stoarn wie. Syn opfolger, Caligula, wie in great freon fan Herodes: hy liet him daliks frij en makke him sels kening oer in gebiet yn it Noarden fan Palestina. Fan in lettere keizer, Claudius, krige er ek noch it biwâld oer Juda en Samaria en sa kaem it, dat er nou to Jeruzalem wenne.

Fansels forwachte net ien folle goeds fan in kening dy't sok in libben laet hie en dy't út sa'n famylje stamde, - hy wie in folle neef fan 'e Herodes dy't Johannes de Doper deade hie en in pake-sizzer fan Herodes de Greate, dy't de bern to Bethlehem ombringe liet! - mar ta binijing fan elk dy't him koe, stelde er him to Jeruzalem tige ta deugd oan. Hy die alles om by de Joaden yn 'e gunst to kommen, hy hâldde de sabbat en de spiiswetten en hy libbe sa strang nei de foarskriften fan 'e âlden, dat sels de Farizeën der neat op sizze koene en him wakker priizgen. Fansels miende er der neat fan en bleau er yn syn hert in heiden, mar dat wist it folk net.

It wie ek allinne om de Farizeën in gunst to dwaen, dat er de apostel Jakobus finzen naem en mei it swurd deadzje liet; doe't er murk, dat dizze wrede moart alhiel yn 'e geast fan it Sanhedrin wie, gyng er noch in stap fierder en naem er op it Peaske-feest ek Petrus finzen. Dizze kear lykwols soe it net wer sa stil om en ta gean as doe mei Jakobus: Petrus soe yn it iepenbier foar syn rjochterstoel stean en hiele Jeruzalem soe sjen, hoe't er ivere foar de suverens fan 'e godstsjinst en foar de eare fan 'e timpel. Der waerd yn 'e stêd bikend makke, dat de rjochtsitting wêze soe de deis nei it feest en dat elk, dy't woe, der by wêze mocht.

Fansels hie it makliker west as er de finzene daliks foarbrocht hie, mar it Sanhedrin soe it wis bysûnder op priis stelle, dat it hege feest net ûntwijd waerd mei in eksekúsje en hy soe der wol foar soargje, dat Petrus gjin kâns krige om to ûntkommen. Der gyngen frjemde forhalen oer dy fromme mannen: hja koene wûnders dwaen en wiene al ris earder út 'e finzenis bifrijd, mar dat soe har dizze kear net taf olie! Dat hij droech in wacht fan sechstjin man op om Petrus to biweitsjen en skerpe har yn, dat hja mei har libben boarch foar him stiene. Acht man hiene iderkear rêst, acht

oaren stiene op post: twa by de bûtenpoarte, dy't útkaem op 'e strjitte, twa by de doar, twa op 'e gong foar de doar fan 'e sel en twa sieten by Petrus yn 'e sel en wiene mei izeren keatlingen oan him fêstboun. Dat Herodes Antipas makke him gjin soargen; in man dy't sa biwekke waerd, koe mei gjin mooglikheit ûntkomme....

* * *

En sa bigoun de lêste nacht fan it Peaske-feest; noch inkelde ûren en Petrus soe foar de kening stean. Hy wie net bang, sels net nou't syn dea sa nei-oan wie. As it Gods wollen wie dat er stjerre moast, lyk as syn freon Jakobus, dan soe er moedich de dea yngean. Hy koe alles oerjaen: it wurk yn 'e gemeente, de omgong mei de oare apostelen, de frou dy't er leaf hie; gjin offer koe oait to swier wêze, as it brocht waerd foar Jezus! Hy wist fansels ek net, hwàt de kening mei him foar hie en hoe't er him deadzje soe, mar dit wist er wol, dat alle leed en alle pine weifoel by de freugde dy't him dêr boppe wachte.

Mar it wie ek net ienris wis, dat dit syn lêste nacht wêze soe. Dy moarns by de Mar hie Jezus him wol iepenbiere, dat er de marteldea stjerre soe, mar hy hie der by sein: ‘Astû âld wurden bist....’ En hy wie noch net âld! It koe dochs bêst wêze, dat God noch wurk foar him hie en dat Er him forlosse soe út 'e macht fan Herodes? Yn elk gefal koe er him rêstich deljaen; God wist, hwat it bêste foar him wie.

Tusken de soldaten joech er him del op 'e hurde flier; it duorre net lang, doe sliepte er. De beide Syriërs, njonken him yn it strie, hiene de moed net en meitsje him wekker. Hja hiene it net op dat folk fan 'e Joaden stean en dizze wacht yn in neare sel, mei de boeijen om, dat wie net alles, mar foar dizze finzene hiene se respekt. It koe gjin misdiediger wêze, dizze man dy't sa kalm lei to sliepen, de lêste nacht fan syn libben. Der waerd forteld, dat er greate wûnders dien hie en dat er siken better meitsje koe; nei alles dat hja fan him sjoen hiene, koe it bêst wier wêze! Yn elk gefal makke er it har net lestich en hie er gjin kwea yn it sin. En stil, om him net ûntidich wekker to meitsjen, sieten se yn it donker. De nacht wie noch lang net om, doe sliepten se alle beide....

* * *

Doe't Petrus wekker waerd fan in stomp yn 'e side, skynde der in ljocht yn 'e sel en in stim sei: ‘Gean daliks oerein.’ Hy draeide him om en seach in ingel stean, dy't oer him hinne bûgde; de keatlingen foelen los, mar de beide soldaten hearden neat en sliepten rêstich troch. ‘Doch dyn gurle om’, sei de ingel, ‘en byn de sandalen ûnder.’ As yn 'e dream die Petrus it, fluch en sa stil as er koe. De ingel wonk. ‘Slach nou de mantel om en folgje my.’ De doar fan 'e sel gyng iepen en foel achter har ticht; de beide soldaten op 'e gong fornamen neat en ek de post by de doar liet har stil gewurde. Fluch rounen se oer it binneplein en by de lêste wachtpost lâns; de swiere bûtenpoarte draeide iepen en wer ticht. Nou wiene se bûten, mar de ingel seach net om en roun fluch de strjitte del. Petrus folge him. It is in fisioen, tocht er; aenstouns is alles wer oer en liz ik wer yn myn sel. Mar hearlik is it! Suver as fiel ik de koele nachtwyn.

En dêrmei bleau er stean: de ingel wie der net mear. Wie alles nou oer? Mar dit wie dochs de sel net; hy seach de ljochte loft, de moanne boppe de huzeblokken; de timpel.... En doe earst bigriep er it: God hie in ingel stjûrd om him to forlossen, hy wie frij en koe gean dêr't er woe!

In telmannich noch stie er stil en tocht der oer hwer't er nou hinne soe. Net nei de poarte, dêr stie fêst in wacht, en net nei syn eigen hûs. It wie it bêste dat er nei de discipelen gyng yn it hûs fan Johannes Markus, dêr't hja sa faek gearkamen. Dizze nacht wiene se der fêst. Hwat soene se bliid wêze! En sa hurd as er koe roun er de bikende strjitten troch.

'....tusken de soldaten joech er him del....'

* * *

Dy hiele drôve nacht hiene de discipelen gear west yn 'e greate seal om to bidden foar Petrus. It wie it iennichste dat hja foar him dwaen koene en hja wisten net, oft God har gebet forhearre soe, mar dat it har plicht wie om fol to hâlden, dêr twivelen se net oan. Hie Jezus sels har net leard, dat hja altyd bidde moasten? 'Bid en dû silst ûntfange, klopje en ik sil dy iependwaen....' Hoe soene se dan net bidde, nou't ien fan harren yn deadsgefaer wie? En iderkear riisde der ien oerein en lei syn smeking del foar God en allegearre bûgden se de holle en beaën mei yn 'e geast. Hja koene net witte, dat har gebet al forheard wie en dat Petrus al op wei wie nei har ta....

Doe't it efkes stil wie yn 'e folle seal, hearden se de klopper op 'e bûtendoar. Kjel seagen se elkoar oan. Hwa koe dit wêze, sa let yn 'e nacht? Wie it ien fan 'e oare apostelen, of miskien Jakobus, de broer fan Jezus? Of wie it nou oan har ta en stiene de soldaten fan Herodes foar de doar? Mei bounzjend hert wachten se en de jonge slavin Rhodé gyng nei foaren.

Hja die de doar net iepen, mar rôp: ‘Hwa is dêr?’ Bûten sei in blide, swiere stim: ‘Ik bin it, Petrus.’ Rhodé hearde it dúdlik. Dus dan hie God har bidden heard! Hja wie sa bliid, dat se forgeat de doar iepen to dwaen en fluch draefde se oer it binneplein nei de seal. ‘Petrus is der’, hime se. Har wangen gloeiden, har donkere eagen blonken. ‘It is wier!’

Hja sprongen oerein en rôpen: ‘Dat kin net, fanke. Hoe komst der by?’ Rhodé lake. ‘It is sa, ik haw him sels heard. Soe ik syn lûd net út tûzen kenne? Petrus is frij.’ Ien fan 'e discipelen sei: ‘Dan is it syn ingel.’ Der foel in stilte. Soe er dan al net mear libje en kaem syn biskermingel nou om har syn dea oan to kundigjen? Jakobus earst en nou Petrus! Hwa soe de tredde wurde....

En doe hearden se wer de klopper op 'e foardoar. Rhodé sloech de hannen omheech. ‘O, hwat bin ik in....’ Hja wie de keamer al út; har flugge fuotten draefden oer it binneplein. Mei triljende hannen draeide se de doar los en liet Petrus der yn. ‘Forjow it my, hear; ik wie sa bliid en doe forgeat ik....’ Petrus lake en roun op 'e oaren ta. Allegearre kamen se om him hinne en allegearre praetten se trochinoar. Dit wie sa ûnforwachts, sa wûnderlik.... Hy stiek de hân omheech en doe't hja stil wurden wiene, fortelde er har hwat der bard wie. It spriek fansels dat er nou net langer yn 'e stêd bliuwe koe; hja soene alles dwaen om him to finen. Jakobus en de oaren moasten syn wurk oernimme. Hja knikten earnstich. It wie in skaed oer har blydskip, mar it koe net oars.

‘Ik bin it, Petrus!’

Dy moarns yntiids al slagge er bûten de stêd en triek fuort, in ûnwisse takomst yn 'e mjitte. Hy wie tige tankber, mar it foel him al swier om alles oer to jaen. Hwa wist oft er oait wer to Jeruzalem komme soe....

* * *

Doe't dyselde moarns de wachten ôflost wurde moasten, kaem it út, dat Petrus ûntkommen wie. De sechstjin soldaten waerden fuortdaliks yn 'e boeijen slein en foar de kening brocht. It holp har net, dat hja al seine dat der in wûnder bard wie en dat hja by alle goaden fan Grikelân swarden, dat der gjin ien troch de poarte gien wie: Herodes leaude har net. Hja makken him net wys, dat dy man troch in ingel

holpen wie! It wie in komplot, oars neat, en de soldaten wiene omkocht! Hy hie se yn it foar warskôge: nou moasten se de straf drage; hy soe se leare, dat in Herodes him net sa mar misledigje liet. Alle sechstjin waerden fuortbrocht en deade mei it swurd.

* * *

Net lang nei dy wrede moart op syn soldaten gyng Herodes Agrippa mei great gefolch nei de stêd Caesaréa, dêr't feesten hâlden waerden ta eare fan keizer Claudius. Der waerden gjin muoite noch kosten sparre en de kening liet in mantel weevje fan sulvertried, dy't blonk en skittere yn 'e sinne; it mocht dan in feest ta eare fan 'e keizer wêze, dêrom koe it gjin kwea dat it folk fan Caesaréa wist hoe ryk en heech forheve har eigen kening wie!

Doe't it bikend waerd, dat Herodes to Caesaréa ta hâldde, stjûrden de stêdden fan Tyrus en Sidon boaden nei him ta. Om de iene of oare reden wie der al tiden lang in skerp konflikt tusken him en de beide havenstêdden; fansels koe er net mei in leger tsjin har optsjen, dat soene de Romeinen noait tastean, mar ynpleats hie er de útfier fan nôt út syn gebiet forbean en fan gefolgen waerd it brea krap en djûr en as it net foroare, soe it hongersneed wurde yn 'e beide stêdden. Herodes woe neat fan ûnderhannelingen witte, mar de boaden kochten de keamerhear Blastus om en dy wist to biwurkjen, dat hja ûntfongen waerden. Fansels moasten se alles tajaen en de kening bitong der by, dat er har op it feest yn it iepenbier tasprekke soe om goed útkomme to litten, hoe tankber hja wêze moasten. Dy iepenlike démonstraesje to Caesaréa moast de mislearre rjochtsitting to Jeruzalem forgoedzje.

* * *

De twadde deis fan it feest stie it folk yn tichte rigen om syn hege stoel en oan syn fuotten sieten de sein-

boaden út it lân fan 'e Foeniciërs. De kening hie de blinkende sulvermantel om en hy spriek sa moai, dat it folk oan 'e ein fan syn rede optein rôp: ‘De stim fan in god en net fan in minske!’ Yn 'e mûle fan dizze heidenen wie it neat bysûnders, sa'n útrop, mar Herodes, dy't foar in echte Joad trochgean woe, en wist fan ien God, dy't himel en ierde makke hie, hie it har forbiede moatten. Ynpleats foun er it prachtich en tilde him it hert fan greatskens.

Mar wylst er noch siet op syn hege troansit, forluts syn antlit fan in ûndraechlike pine; kjel taestte er nei syn lichem en hy kromp yninoar yn 'e stoel. Hja droegen him yn alle haest yn 'e hûs en leine him op in bêd; mar dy freeslike pinen bikamen net en nei in pear dagen stoar er; de tsjinners dy't him holpen hiene, leauden fêst, dat de wjirmen him to-fretten hiene. Der wiene ek net folle minsken dy't meilijen mei him hiene: de soldaten wiene noch forgrime om it wrede fonnis oer har sechstjin maten, de boargers fan Caesaréa founen, dat er de Joaden to-folle bigunstige hie en de discipelen seagen yn syn skriklike dea in straf fan God oer syn sûnden.

* * *

Mei de dea fan Herodes hâldde de forfolging to Jeruzalem wer op. Petrus koe wer yn 'e stêd komme en syn wurk yn 'e gemeente wer opnimme en God seinge de tsjerke en joech syn genede oan allegearre dy't yn Him leauden.

Antiochië
273

Doe't nei de dea fan Stéfanus de Gryksken út Jeruzalem fordreaun wiene, trieken forskate fan harren it Noarden yn en forkundigen it evangeelje yn 'e stêdden oan 'e kust. En net allinne yn Caesaréa wie in gemeente fan Jezus Kristus, mar ek yn Antiochië, de haedstêd fan Syrië.

Doedestiids wie Antiochië in drokke, bloeijende stêd mei in heal miljoen ynwenners; it lei yn 'e fruchtbere delling fan 'e Orontes op it krúspunt fan 'e greate hannelswegen en net al to fier fan 'e kust en de havenstêd Seleucië. It wie net allinne in rike stêd, mar it wie ek tige sterk: de fjouwer aparte wiken hiene elk in mânske muorre en dan wie der om alles hinne noch in twadde muorre mei tuorren en poarten en der wie sels in wetterlieding oanlein. Fansels wie Antiochië op en út in heidenske stêd en de ynwenners stiene bikend om har lichte en losse seden; binammen yn 'e timpel fan 'e goadin fan 'e Leafde barden dingen, dy't men net ienris neame mei en dêr't sels fatsoenlike heidenen skande fan sprieken.

Doe't de Grykske discipelen yn Antiochië kamen, brochten se earst it evangeelje allinne oan 'e Joaden; letter, doe't it bikend waerd, dat Petrus ek oan ûnbisnienen it wurd bitsjinne hie, weagen se it om ek ta de heidenen to gean. En ek dat wurk seinge de Heare; it duorre net lang of der wie in greate gemeente, de earste dêr't net allinne Joaden, mar ek bikearde heidenen by hearden. Dat makke, dat nearne as yn Antiochië de jonge tsjerke sa opfoel; dit wie net mear in nije godstsjinst, oars as alle heidenske religy's, mar ek hiel oars as alle rjochtingen yn it Joadendom. En de mannen fan Antiochië, dy't oeral bikend wiene om har bitende spot, founen foar dit nije in apart wurd en neamden de discipelen net oars as ‘Kristenen’. It wie fansels bidoeld as in skelnamme - ‘dy minsken dy't it altyd oer dy Kristus hawwe!’ - mar de leden fan 'e gemeente waerden der net lilk om en skammen der har net foar: hoe koene se better neamd wurde as mei de namme Kristenen, hja dy't har sels it eigendom fan Kristus wisten?

* * *

Fansels waerd it nijs dat der to Antiochië in great tal heidenen by de gemeente gien wie, ek to Jeruzalem bikend en forskate fan 'e discipelen hearden der nij by op. Dat koe dochs fêst net, dat dy ûnbisnienen sa mar mei Joaden oan ien tafel sieten; hja hiene dochs earst Joad wurde moatten, ear't hja lid waerden yn folle rjochten?

It wie mar goed, dat de apostelen sels it better ynseagen en dat foaral Petrus noch net forgetten wie hwat God him doe to Joppe leard hie. ‘Hwat God rein forklearret, silstû net ûnrein neame!’ Hy wie bliid, dat Gods Geast nou ek ûnder de heidenen wurke en as dy minsken dêr to Antiochië yn Jezus leauden, hwerom soene se dan minder wêze as oaren? It koe net op har wei lizze om dy bruorren leech to lizzen: it wie earder har plicht om har to helpen. Om't it lykwols gâns in ein ôf wie en hja net bêst mist wurde koene to Jeruzalem, gyngen se net sels, mar stjûrden se Barnabas der hinne. As dy ta de konklúzje kaem, dat it goed wie, hwat dêr barde, koe er der in skoft

bliuwe en de jonge tsjerke leare út 'e Skriften en oars koe er altyd noch in pear fan harren ophelje.

* * *

Hja hiene net maklik in geskikter persoan fine kinnen as dizze Barnabas; net allinne dat er in man wie as Stéfanus, mei in sterk leauwe en fol fan 'e Geast, mar om't er fan Cyprus ôfkomstich wie, koe er him better as de oaren yntinke, hwat dizze nije gemeenteleden nedich hiene; hy wist fan har biswieren, hy bigriep har striid en hy biwûndere har moed om mei har forline en har formidden to brekken en har oer to jaen oan Kristus. Doe't er sjoen hie hoe't alles om en ta gyng yn 'e jonge gemeente, wie er oer de mjitte bliid. Dit wiene gjin twadde soarte discipelen, al wiene se dan net bisnien; har leauwe en har iver koene munsterje by dy fan Jeruzalem.

Hy wie noch mar koart yn Antiochië, doe wie er al mei foaroan en spriek er like frijmoedich ta de heidenen as earder ta Israëls bern en God joech syn seine en brocht in greate mannichte ta bikearing. Barnabas koe it al gau net mear neikomme en seach út nei help. Fansels hie er ien fan 'e apostelen helje kinnen, mar it stie noch to bisjen, oft dy wol geskikt wiene ta dit wurk. Hja hiene oan't nou ta allinne mar ûnder har eigen folk arbeide en it wurk hjir to Antiochië frege in hiel oare oanpak en in hiel aparte métoade.

En doe tocht er ynienen wer oan dy man, dêr't er doe to Jeruzalem sa faek mei praet hie, Saulus fan Tarsus! As dy noch to Tarsus wie en hy woe him helpe, dan wie dat syn man! In echte Joad, mar great wurden tusken de heidenen en like goed in apostel as Petrus sels! Hy liet der gjin gêrs oer groeije en sette de stap nei de stêd dêr't Saulus berne wie. Hy foun him sûnder muoite en lei him syn fraech foar. Paulus - sa waerd er bûten Israël altyd neamd - wie daliks ré om mei nei Antiochië; hy wist nou dat syn gebet forheard wie en dat God him nou einlings brûke woe.

In jier lang wiene de beide mannen yn tsjinst fan 'e gemeente to Antiochië; hja learden de discipelen en brochten it evangeelje oan elk dy't it hearre woe en God seinge har boppe forwachting: in brede skare minsken kaem ta it leauwe yn Jezus Kristus.

* * *

Oan 'e ein fan dat wûndere jier kamen der mannen del út Jeruzalem, dy't profeten wiene en ien fan har, Agabus, profetearre dat der in greate hongersneed komme soe oer it hiele Romeinske ryk. It wie gjin bêst nijs: elk wist wol hwat in ramp soks wêze koe, foaral foar de earmen. En dan wie it noch net iens it slimst foar har: yn Antiochië, in drokke hannelstêd yn in fruchtbere delling foel it noch sachts hwat ta, mar hoe moast it to Jeruzalem komme? It nôt en de oalje hoegden mar in bytsje krapper to wurden, dan sprongen dêr de prizen omheech en it wie nou al net rom yn 'e gemeente. Hja praetten der lang oer en by einbislút waerden hja it der oer iens, dat hja helpe moasten: út Jeruzalem wei wie it evangeelje ek ta har kommen en de tolve wiene ek har lieders.

Der waerd in kollekte hâlden en om't elk joech nei't er misse koe, hiene se yn koarte tiid in fikse som byinoar. It like har it bêste ta, dat in pear man it jild persoanlik oerbrochten en dat Paulus en Barnabas yn elk gefal mei moasten. Hja hiene heard, dat in bipaelde groep to Jeruzalem net tofreden wie oer de tastân yn Antiochië en dan koe dy kwesje tagelyk trochpraet wurde. Paulus wist earst hast net, oft er wol mei soe: hy hie nou ienris net in aerd om sok ding maklik op to nimmen, en hy woe

net graech, dat der ûnienichheit fan kaem; hy hoegde lykwols gjin bislút to nimmen: God sels droech him op om al mei to gean.

* * *

Nou't er wist, dat er yn Gods wei wie, joech er him ek mei hert en siel ta dit wichtich wurk en skromme er net om syn jonge freon Titus mei to nimmen. Net fansels dat der hwat op 'e jongeman to sizzen foel: hy wie in iverich wurker en leaude mei hiel syn hert, mar hy wie gjin Joad en dus ek net bisnien, dat de strange bruorren soene him wol mei skeane eagen oansjen!

Yn 'e gearkomste fan 'e gemeente waerd de députaesje út Antiochië mei greate blydskip ûntfangen. Der wie gâns foroare sûnt Paulus de earste kear yn har formidden wie. Doe wie er in flechtling, in man sûnder thús, sûnder freonen, ien dy't him forgrepen hie oan Gods útkard folk, - nou kaem er as de lieder fan in greate gemeente, as it haed fan in députaesje, mei in swiere sulver-skat. De tolve en al de oaren wiene tige tankber; it soe fan pas komme yn dizze tiid fan krapte. En hwat hja der net by seine: it foel har neat ôf fan dy gemeente dêr to Antiochië, mei al dy Kristenen-út-'e-heidenen, dat hja har lieding yn 'e Tsjerke sa iepenlik erkenden en sa roijael har bydrage joegen.

Miskien dat der by alle blidens om it jild en by alle tankberens net ienris praet wie oer de kwesje fan 'e bisnijenis, as Titus der net by west hie. It wie wier net, dat hja it konflikt sochten, dizze mannen fan Jeruzalem, en ek net, dat hja net tankber wiene, mar hja *koene* har net stil hâlde mei dy ûnbisniene Gryk dêr njonken har oan 'e tafel. Hoe moast dat nou strak, as it iten opdroegen waerd? Hwat hoegde Paulus nou krekt dy iene mei to nimmen út in stêd, dêr't fjirtich tûzen Joaden wennen? En dat wie nou in man dy't in Farizeër west hie!

Dat hja bigounen der sa hoeden mooglik oer, dat hja neat op Titus tsjin hiene en dat hja bliid wiene, dat er yn Jezus leaude, mar hy wie nou yn Jeruzalem,

de stêd fan God, en dêr leine de dingen al effen oars.... Dat as Paulus har nou in greate deugd dwaen woe en hy liet syn freon bisnije, dan wie alles yn oarder. It wie foar Titus ek in hege eare as er opnommen waerd yn it âlde Bounsfolk....

Paulus naem fuortdaliks it wurd; koart en skerp sei er hwer't it op stie. Noait soe er Titus twinge om him bisnije to litten, noait soe er it him freegje. Dit wie gjin kwesje fan skikken en fan ‘in deugd dwaen’, dit gyng om 'e wierheit fan it evangeelje. Hy hie syn gemeente to Antiochië leard, dat de sillichheit út it *leauwe* wie en net út 'e *wet*; dat in sûndich minske bihâldenis foun yn *Kristus*, net yn *Mozes*! Noait soe er dat weromnimme, dêr stie er foar mei hiel syn hert! Titus wie doopt en hy hie de Hillige Geast ûntfongen, wie dat net folle mear as dat âlde symboal fan 'e bisnijenis, dat mei Jezus' bloed-offer syn tiid hawn hie? Dy't de Geast hie, dy hoegde net mear Joad to wurden; dy't it eigendom fan Kristus wie, hwat hoegde dy noch slaef-fan-'e-wet to wurden?

Nou wisten se dan, hoe't Paulus der oer tocht, mar hja joegen gjin bilies en leine forheftich tsjin him yn. As hy hàr net mijde, dan soene hja him ek de wierheit sizze. It roun út op in fûl débat en hja waerden it net iens. Doe't it op it lêst al to heech roun, namen de apostelen it wurd en it slagge har om, sûnder dat hja sels partij keazen, de beide groepen del to bêdzjen.

Hja wiisden de strange Hebreën der op, dat der dochs in great ûnderskie wie tusken de gemeente to Jeruzalem en dy to Antiochië; hja moasten net forjitte, dat de greatste helte fan Paulus' gemeente fan komôf gjin Joaden wiene en dat hja dêr to Antiochië mei rekkenje moasten. Hwat to Jeruzalem koe en miskien wol nedich wie, dat koe dêrom noch net to Antiochië. En hwat Titus oanbilange: dy hearde net by dizze gemeente; hy wie hjir allinne as gast foar in koarte tiid en as er mei gauwens wer thús wie, dan foel it alhiel net mear op, dat er net bisnien wie! Dat it hie gjin sin, om dy pear dagen, him hwat op to lizzen dat syn eigen gemeente net nedich achte. Der mocht om sok ding gjin forwidering komme tusken discipelen fan Jezus. As elk syn wurd die, Petrus en de oaren to Jeruzalem en Paulus yn 'e heidenlannen, dêr't de Heare him yn it bysûnder ta roppen hie, dan wie alles yn oarder.

De Jeruzalemmers bigriepen, dat hja har sin net krije soene en skikten har en ek Paulus woe de saek net op 'e spits driuwe. Hy fielde wol, dat de kwesje net oplost wie, mar it wie der him net om to dwaen om de apostelen foar to skriuwen hoe't hja dwaen moasten; hy wie al to freden as er to Antiochië syn eigen wegen gean koe.

En sa waerden se it dus dochs iens: Petrus en de oaren joegen har de hân en seine, dat it wurk ûnder de heidenen foaral trochgean moast; hjasels soene dan yn it bysûnder ta de Joaden sprekke. Allinne forwachten se al, dat hja yn 'e heidenlannen de bân mei Jeruzalem oanhâlde soene en dat hja ek letter noch foar de gemeente dêrre kollektearje soene. Paulus sei it daliks ta; it hie ek noait syn doel west om de bân mei de earste gemeente troch to snijen en hy hat yn letter jierren noch greate sommen nei Jeruzalem stjûrd.

Bigjin fan it Greate Wurk
274

Net lang nei dizze reis kaem dan einlings de dei, dat Paulus bigjinne koe mei syn apostelwurk, de dei dêr't er al sa lang nei útsjoen hie. Hwant wol hie er dit lêste jier tige warber west en hie er gâns foar de gemeente to Antiochië dien, mar it wie noch net hwat er hope en forwachte. Hy wie roppen om it evangeelje fierder to dragen, oer de grinzen fan Syrië nei fiere, frjemde lannen; hy wie gjin man om altyd deselde gemeente to learen: him lokke de fierte, de wide sé en de fiere bergen. En der wiene mear, dy't der sa oer tochten.

Op in kear wiene de fiif profeten fan 'e gemeente - bihalve Barnabas en Saulus noch trije oaren - gearkommen om to bidden oft God har de wegen wize woe ta it greate, wide wurk. Hja hiene gjin spize en drank nommen en gyngen alhiel op yn it gebet; alles om har hinne forgeaten se foar dat iene, dat hja sa hertstochtlik bigearden. En God harke nei har en spriek: ‘Sûnderje my Barnabas en Paulus ôf foar it wurk, dêr't Ik har ta roppen haw.’ Hja wiene tige bliid mei dit kleare wurd en nei't hja de Heare tanke en Syn seine ynroppen hiene, leine de trije foarmannen Paulus en Barnabas de hannen op; it wie in teken dat hja de beide mannen ôfstiene en dat hja nou frij wiene fan it gewoane wurk yn 'e gemeente. Net lang dêrnei bigounen de beide mannen har earste sindingsreis; de jonge Johannes Markus, dy't mei har út Jeruzalem kommen wie, namen se as har helper mei.

It wie de Hillige Geast dy't har de opdracht jown hie om op reis to gean, mar hja moasten sels útmeitsje hwat kant hja út soene. Dat hja waerden it der oer iens, dat hja bigjinne soene op Cyprus, it eilân dêr't Barnabas berne wie; dêrwei soene se dan oerstekke nei de fêste wâl, nei de provinsje Pamfilië.

Hja reizgen earst nei de haven Seleucië en founen dêr in skip, dat har nei Cyprus brocht; nei in mannich dagen kamen se yn 'e haven Salamis, in greate stêd oan 'e Eastkust fan it eilân. Lyk as har doel wie, bigounen se op in sabbat en brochten se earst it evangeelje oan 'e Joaden en oan 'e inkelde heidenen, dy't mei gear kamen.

It die al gau bliken, dat de Joaden to Salamis net folle bilangstelling hiene foar dizze nije lear en hja trieken dwers it eilân oer nei de stêd Pafos oan 'e westkust. In tige greate stêd wie it net, mar yn dy tiid wenne de Romeinske proconsul dêr en bûtendat stie der in timpel fan Venus, de goadin fan 'e Leafde, dêr't elk jier in greate processy hinne triek.

De proconsul, Sergius Paulus, wie in man dy't wol hwat fielde foar de Joadske godstsjinst; yn elk gefal leaude er net mear oan 'e heidenske goaden en tocht er dat der mar ien God wie, dy't himel en ierde makke hie. Krekt troch syn niget oan it Joadendom wie er yn 'e kunde kommen mei in soarte fan magiër, in Joad, dy't Bar-Jezus hiet en himsels foar in great profeet en gelearde útjoech; hy hie him sels opnommen yn syn paleis en stie alhiel ûnder syn ynfloed.

Doe't er hearde dat der noch in pear learaers yn 'e stêd wiene, liet er ek Paulus en Barnabas komme en harke er mei hiel syn hert nei it wurd, dat hja forkundigen. It bigoun der op to lykjen dat de proconsul it evangeelje oannimme soe en Bar-Jezus, dy't der ek by siet, bigriep dat it dan út wie mei syn ryk en maklik libben; dy't yn Jezus leaude soe him wis net langer ophâlde mei syn tsjoenderijen. Hy bigoun dan ek forheftich tsjin de beide mannen op to sprekken en yn syn iver naem er it net al to krekt mei de wierheit. It wie dúdlik to sjen, dat Sergius Paulus it ear nei him hingje liet en net mear wist hwa't er leauwe moast.

Oan't nou ta hie Barnabas, dy't nammers thús wie op it eilân en wist hoe't er de minsken dêrre oankomme moast, it meast it wurd dien, mar nou, op dit krityk momint, naem Paulus it wurd. Better noch as syn freon seach hy yn, hoe'n gefaerlik man dy magiër wie; as dy it woun, dan soe net allinne de proconsul him fan har ôfkeare, mar dan soe gjin ien to Pafos mear nei har harkje. It gyng der nou om hwa't de sterkste wie: Jezus Kristus of dizze soan-fan-Jezus! Hy fielde, dat allinne in wûnder de troch-slach jaen koe en hoewol't er gjin opdracht hie, leaude er fêst, dat God him helpe soe. Strang seach er syn tsjinstanner oan en forheftich rôp er: ‘Dû minske fol bidroch en falskens, dû bern-fan-Satan en fijân fan alle gerjochtichheit, mienstû datstû mar trochgean kinst Gods rjochte wegen krom to meitsjen? Nou dan, de hân des Heare is tsjin dy: dû silst blyn wêze en foar in tiid de sinne net sjen!’

En op itselde stuit wie it nacht om 'e tsjoender hinne; helpeleas taestte er om him hinne en liet er him de seal útbringe; hy doarst gjin wurd mear to sizzen: Paulus hie de kampslach woun. Doe't de proconsul seach, dat de flok fan God op syn magiër fallen wie, leaude er hwat Paulus en Barnabas seine. It is net bikend oft er him dope litten hat, mar yn elk gefal wie it foar de beide evangelisten fan great bilang, dat de heechste amtner op it eilân op har hân wie.

Doe't har wurk to Pafos dien wie, gyngen se wer yn in skip en stieken oer nei de kust fan Asië; hja gyngen lykwols net oan lân yn 'e sé-haven Attalië, mar fearen in ein de rivier de Cestus op, nei de stêd Perge ta. It wie har doel om dizze kear net by de kustplakken lâns, mar om it binne-lân yn, nei de stêdden yn it berchlân.

* * *

En dêrmei soe dan it swierste diel fan 'e reis bigjinne. It reizgjen wie doe-tiids nea net maklik, de wegen altyd min, mar de tocht oer Cyprus wie dochs neat by hwat har hjir wachte. Hja moasten in iensume berchstreek troch, dêr't hast gjin minsken wennen en soms gjin iten to krijen wie, in streek dêr't rôvers tahâldden en faek de reisbere man oerfoelen en dêr't it bytiden libbensgefaerlik wie om troch de wylde berchstreamen to rinnen. It koe wêze dat de reizger de moarns forlegen wie fan 'e hjittens yn in djippe, broeiske delling en dat er de jouns, op in hege berchpas, hast omkaem fan 'e kjeld; hy koe fordwale tusken de rotsen en in swiere sykte oprinne as er mei de biswitte lea troch in iiskâlde berchbeek moast.

Paulus wist mar al to goed, hoe't it lân der hjir hinne lei: Tarsus, de stêd dêr't et berne wie, lei ek yn in smelle flakte flak by de bergen, mar hy telde de biswieren net. Hwat lette kjeld en honger, gefaer en muoite, pine en wurgens, as er op reis wie foar de saek fan it keninkryk? Sels mei syn kwael, dy't him it reizgjen dûbeld biswierlik makke, wie it him in freugde om syn apostelwurk to dwaen. En ek Barnabas seach net tsjin de reis oan: hy hie fan it bigjin oan witten dat Cyprus, it eilân dêr't er thús wie, net mear wie as in bigjin.

Foar Johannes Markus wie it allegearre sa folle minder: hy hie noch noait yn sokke wylde streken west en yn it greate, rike hûs fan syn mem namen de slaven alles foar him wei. Hoe soe er it oait úthâlde yn 'e bergen, as dat reizgjen op Cyprus him al hast to folle wie? Hy prate der oer mei Barnabas dy't syn

omke wie en dy't as in heit fan him hâldde en dy koe der bêst ynkomme. Barnabas wist wol, dat er Jezus tige leaf hie, mar hy wie noch jong en sûnder him koene se har ek wol rêdde. Letter, as er hwat âlder wie en him better skikke koe, dan koe er noch goed wurk foar har dwaen. Mar fansels, hy moast der ek mei Paulus oer prate, dy hie hjir yn Pamfilië de lieding.

* * *

En sa stie de jonge Johannes Markus foar Paulus en sei, dat it him spiet, mar dat er net fierder mei doarst: de reis troch dit wylde berchlân soe him to swier wurde. Paulus wist net hwat er hearde. Dat hie er net fan Johannes tocht, dat er werom gean soe, krekt nou't it wurk bigjinne moast! Dy reis oer sé en op Cyprus, dat bitsjutte neat: hjir to Perge bigoun it earst. It wie lef om har nou yn 'e steek to litten en werom to gean! As in jongkeardel de flecht naem, hoe moasten Barnabas en hy dan? Mar as er net mear moed hie en it net oan doarst, dan stie it him frij en gean werom. Better gjin helper as ien dy't it Kristus net miende....

Dat wie syn lêste wurd en hy kearde him fan Johannes ôf. Mei syn baernende leafde foar syn Heare, koè er net bigripe dat ien dy't Jezus leaf hie, ek swak wêze koe. Sels koe er alles drage en hy koe him net yntinke, dat oaren wol ris minder sterk wêze koene. As hy sa jong wie as Johannesjsa soun en sa sterk.... Mar dy moast it sels witte! Yn elk gefal naem er him noait wer mei. En hy bigriep net, dat er mei syn bittere wurden Johannes in great ûnrjocht die.

Johannes Markus skamme him mear as er sizze koe, mar hy bleau by syn bislút en gyng de weromreis oan.

Antiochië en Ikonium
275

Fan Perge, dêr't hja om de iene of oare reden net it Wurd forkundigen, trieken se daliks it Noarden yn nei de stêd Antiochië yn 'e provinsje Pisidië. It wie in ôfstân fan in lytse twa hûndert kilometer troch swier berch-terrein en hja wiene bliid doe't hja der einlings wiene. Dit Antiochië wie by lange nei sa great net as Antiochië yn Syrië en it wie in Romeinske koloanje: de measte boargers wiene âld-soldaten, dy't hjir nei ôfrin fan har tsjinsttiid lân en hûs krige hiene. Fansels wennen der ek wol oare minsken en ek yn dizze berch-stêd ûntbrieken de Joaden net; hja hiene der in flinke synagoge, dêr't ek geregeld in groep heidenen kaem, al wiene dat dan gjin proseliten; hja leauden wol yn God, mar wiene net bisnien en hâldden de Joadske wetten net.

Daliks de earste sabbat gyngen Paulus en Barnabas nei de synagoge en tsjinnen harsels oan as twa learaers fan Antiochië, op trochreis nei it Easten. De oersten fan de synagoge wiene bliid mei de gasten en fregen: ‘Bruorren, as jimme in wurd fan fortreasting hawwe, siz it dan foaral.’

Paulus riisde daliks oerein en gyng nei foaren; hy wonk mei de hân dat hja allegearre stil wêze moasten en doe bigoun er mei syn ta-spraek. It waerd noch hiel hwat mear as ‘in wurd fan fortreasting’ allinne, it waerd in machtige rede om har op to roppen ta bikearing en ta it leauwe yn Kristus Jezus. Hy bigoun mei it folk fan Israël, dat yn 'e woastenije de Wet fan God ûntfong en yngean mocht yn it ûnthjitten lân en doe kaem er, fan David, de man nei Gods hert, op 'e greate Davidssoan, Jezus Kristus. Hy lei har út dat Johannes de Doper fan Jezus tsjûge hie, dat er wierliken de Messias wie, mar it folk fan Jeruzalem sloech it wurd fan 'e profeet gjin acht en ûnskuldich hiene se Jezus oerlevere oan 'e heidenen en fan Pilatus easke dat er krusige wurde soe.

En dêrmei kaem er ta it evangeelje dat er dizze minsken bringe woe en lûd en mei alle klam klonk it troch de synagoge: ‘Mar God hat him opwekke út 'e deaden en dagen lang is er syn discipelen foar kommen en dy binne nou syn tsjûgen, dat er wierliken opstien is! Mannen, bruorren, bern fan Abraham, mar ek jimme heidenen dy't God freezje, nou wurdt jimme en ús it wurd fan dit heil forkundige. Fan âlde tiden ôf hat God Syn biloften jown oan dit folk, mar nou't er Syn soan Jezus opwekke hat, nou binne al Syn biloften oan ús, oan my en jimme, folbrocht. Wit dan, dat jimme yn him bikearing fine kinne fan jim sûnden en dat yn him al jimme kwea, dat de Wet net weinimme koe, formoedsoene wurde kin. Nim jim dan to wacht, dat jim dy genede net forachtsje lyk as dy fan Jeruzalem dien ha en forhurdzje jimme herten net.’

Hy spriek noch folle mear en brocht gâns teksten by om syn wurden wier to meitsjen en doe't de tsjinst oer wie, waerd der op it foarplein noch gâns neipraet. Fan alle kanten kamen se mei de fraech oft Paulus en Barnabas de oare Sneon noch ris komme woene,

om alles noch neijer út to lizzen en doe't hja op it lêst har wegen gyngen, rounen forskate Joaden en heidenen mei en fregen der op yn. De beide evangelisten ûntfongen har bliid en leine der foaral de klam op, dat it net ta koe mei dizze earste leafde, mar dat hja nou ek by de genede bliuwe moasten.

Paulus hie it wol goed sjoen, dat er har sa earnstich formoanne hie: yn 'e wike nei dy earste sabbat sloech de stimming by de Joaden alhiel om. By neijer ynsjen founen se it dochs gjin goed teken, dat krekt de heidenen sa heech mei dy lear fan Paulus weirounen: it koe dochs gjin goede lear wêze, dy't ûnbisnienen en Joaden itselde heil biloofde? En doe't der de twadde Sneons sa'n skare heidenen opsetten kaem, dat de synagoge to lyts wie en Paulus en Barnabas har bûten, yn twa groepen tasprekke moasten, doe waerden se sa oergunstich, dat hja der tsjin yn bigounen to sprekken. En hiene se dat nou earlik en rounút dien, mei biwizen út 'e Skrift, dan soe Paulus har mei alle geduld wjerlein hawwe, mar om't hja gjin debat mei him oandoarsten, bigounen se him yn 'e rede to fallen en kwealaster to sprekken.

Doe't hja beide op it lêst gjin wurd mear sprekke koene, sûnder dat de Joaden har lestich wiene, hâldden se op fan sprekken. Hja kearden har nei har tsjinstanners en earnstich seine se: ‘It wie ús plicht om alderearst ta jimme it wurd Gods to sprekken, mar nou't jimme it net oannimme, sille wy ta de heidenen gean, hwant de Heare hat it sels al earder sein: ‘Ik haw dy set ta in ljocht foar de heidenen en ta heil oant ierdryks einen.’

Fan dy dei ôf sprieken se doe allinne de heidenen ta en yn 'e wiken dy't folgen, waerden der in mannichte doopt en op dizze earste gemeente yn Azië foel de Hillige Geast. En net allinne yn Antiochië, mar ek yn 'e doarpen der om hinne, wreide de jonge tsjerke him út.

Doe't de Joaden dat murken, waerd har grime noch greater, mar hja doarsten de beide mannen neat to dwaen; yn in stêd as Antiochië, dêr't it bistjûr alhiel yn hannen fan 'e Romeinen wie, doarsten se sa mar net in moart to dwaen. Wol slaggen se der yn om de forname froulju dy't ek yn 'e synagoge kamen tsjin Paulus en Barnabas op to setten; dy krigen it doe sa fier, dat ek de stêdsregearing tsjin har wie en har de stêd útstjûrde. Plechtich skodden de beide mannen it stof fan Antiochië fan har sandalen: in teken, dat hja brieken mei de sûndige stêd; doe trieken se it Easten yn, nei de stêd Ikonium.

* * *

It wie wer in lange, swiere mars om der to kommen en nei't hja earne ûnderdak foun hiene, namen se in koarte rêst. Op 'e sabbat bigounen se har wurk yn 'e synagoge en net allinne, dat hja rêstich it wurd forkundigje koene, mar hja diene greate wûnders en doopten forskate minsken, Joaden sa goed as heidenen.

Letter lykwols kaem der in hiele omkear: de Joaden dy't net by de jonge gemeente hearden, stokelen de boargers tsjin Paulus en Barnabas op en makken plannen om har to deadzjen. De beide mannen slaggen noch op tiid bûten de stêd en doe't hja alles goed bipraet hiene, namen se it bislút om net langer to Ikonium to bliuwen, mar om fierder to reizgjen, it Suden yn.

Lystra
276

It wie dizze kear net in lange mars dy't hja makken: sa'n fjirtich kilometer troch de bergen nei in keale, hege flakte, dêr't de stêd Lystra lei, net fier fan 'e wylde Taurus-bergen. Ek dizze stêd wie in Romeinske koloanje en tsjin de rôvers lei der

in sterk garnisoen. Om't der net folle hannel wie, wennen der gjin Joaden dat makke en wie der gjin synagoge; hja moasten dus wurkje ûnder heidenen, dy't neat fan de Joadske godstsjinst en fan 'e hillige Skriften ôf wisten. Dat makke har wurk gâns swierder, mar hja diene tige har bêst, ek yn 'e omkriten fan 'e stêd en sa kaem der dochs noch in lytse rounte fan discipelen, dy't de ûngoaden ôfswarden en yn Jezus leauden. It die lykwols ek al gau bliken, dat de measte minsken to Lystra noch alhiel yn it heidendom libben en fier fan 'e wiere godstsjinst ôfstiene.

* * *

Op in plein krekt bûten de stêd stie in greate timpel, dy't tawijd wie oan Zeus, de haedgod fan 'e Griken en de biskermhear fan Lystra en dy't dêrom de timpel neamd waerd fan ‘Zeus-foar-de-stêd.’ Net fier fan dy timpel ôf stie Paulus op in kear to sprekken. Hy die tige syn bêst en de minsken harken ek wol, mar it wie har oan to sjen, dat hja der net folle fan bigriepen. In Joad, dy't stoarn wie oan it krús en dy't dochs de Soan-fan-God wie, hwa koe dêr nou oan leauwe? In frjemde lear brochten dy beide mannen, mar fan Joaden koe men alles forwachtsje.

Paulus fielde sels wol, dat syn rede net rjocht yn-

sloech, mar doe foel syn each op in man, dy't ticht by him siet en gjin each fan him ôf hie; it wie in bidler, dy't lam wie oan beide fuotten en alhiel net stean koe, mar nou't er dêr siet to harkjen, striele syn antlit fan blydskip. Paulus wie der wis fan, dat dy man leaude hwat er sei en ûnforwachts hâldde er op fan sprekken en wylst er him strak oanseach, rôp er lûd: ‘Stean rjocht op dyn fuotten!’

De man hie altyd al ûngelokkich west en hy hie noch noait stean kinnen, mar nou't er dit wurd fan Paulus hearde, sprong er op en bigoun it plein oer to rinnen. It wie in koart momint stil op it plein, mar doe waerd it yn-ienen in wyld trelit; deselde minsken, dy't niist krektsa ûnforskillich wiene by de rede fan Paulus, wiene nou alhiel optein en rôpen allegearre trochinoar. Sa'n great wûnder, tochten se, dat koe gjin minskewurk wêze en yn har eigen tael, dêr't Paulus en Barnabas neat fan forstean koene, rôpen se: ‘De goaden binne as minsken wurden en binne delkommen yn ús stêd!’ Hja stiene om Paulus en Barnabas hinne en seine: ‘Dy iene, dy't sa prate koe en dy't it wurk die, dat is Mercurius, de boade fan 'e goaden en dy oare, mei syn machtich burd, dy't dêr sa stil en heech by stie, dat is Jupiter sels.’ En doe praetten se noch helte rêdder en lieten de beide mannen stean en gyngen de stêd yn; hja wiene al in pear strjitten fierder, doe klonken noch har skille stimmen....

* * *

Paulus en Barnabas wiene ek nei hûs gien; hwat soene se mear dwaen op it lege plein? As hja nou mar wisten, hwat dat folk fan doel wie en hwer't hja hinne gien wiene! Sokke tiden wie it in ôfbrek, dat hja har tael net koene! Dit folk koe har rêdde mei Gryksk, mar as hja oerstjûr wiene, lyk as nou mei dit wûnder, dan praetten se fansels har eigen lânstael. It hie har dochs wol yn it herte rekke, de genêzing fan dy lamme bidler. Leafst hie Paulus har nou daliks tasprutsen, mar hja kamen wol ris wer en dit soene se net gau forjitte.

It wie in skoft letter, deselde oerdeis. Paulus en syn freon Barnabas sieten noch yn 'e hûs, doe't der hastige stappen kamen oer it binne-plein. Ien fan 'e discipelen kaem der oanrinnen en sei hymjend: ‘Hja miene dat jim goaden binne en de preester fan Zeus-foar-de-stêd is op reis nei it timpelplein mei bollen en alter-krânsen! Hy wol jim in great offer bringe en de heale stêd rint der efteroan....’

Paulus en Barnabas sprongen oerein en rounen de stêd yn. Dit wie it slimste, dat der barre koe! Nou hiene se sà har bêst dien om it folk to wizen op 'e iene, wiere God en ynpleats roun it út op in offer oan minsken! Paulus hie in wûnder dien om de mannen fan Lystra sjen to litten dat Jezus machtich wie en nou soene se hàr de eare jaen dy't Him allinne takaem. Mar it mocht net trochgean, hja moasten alles dwaen om dit kwea to kearen. En wylst hja it lêste ein rounen, wie der yn har hert in gebet oft God har helpe woe om dit forbline heidenfolk to bilêzen....

* * *

It wie drok op it timpelplein by de poarte fan 'e stêd. Yn plechtige optocht gyng de skare nei de timpel fan Jupiter, - sa neamden de Romeinen de Grykske god Zeus - de preester foarop yn syn wite mantel, it skerpe offermes yn 'e fûst, de stadich trêdzjende bollen mei de machtige hoarnen, it folk mei blommekrânsen en yn feestpronk. Dit soe in feest wurde, sa't der noch noait west hie yn Lystra en de namme fan har stêd soe forneamd wurde oant yn fiere lannen. De goaden yn Lystra! Hwa hie it oait tinke kinnen?

En dêrmei seagen se har kommen út 'e poarte wei. Lûd weage de jubel oer it wide plein. De goaden kamen ta it offerfeest! De preester bûgde de holle oan 'e

hurde groun, mar Paulus wie him al foarby en sprong tusken it folk yn. Hy wie bleek en ûntdien en skuorde yn wanhoop de mantel stikken; Barnabas stie oan de oare kant ek midden tusken de minsken. ‘Mannen’, rôpen se lûd, ‘hoe kinne jim dit nou dwaen? Sjogge jim dan net, dat wy minsken binne, gewoane minsken lyk as jimme? Hawwe wy jim net foarhâlden, dat jim net langer de ûngoaden tsjinje moatte, mar dat jim jim bikeare moatte ta de iene, libbene God, dy't de ierde en de himel makke hat? It is nou de tiid om yn Him to leauwen, hwant fan nou of oan is Syn heil ek foar jimme! Hwant al dizze ieuwen hat Er de heidenen wannelje litten op har eigen wegen, - hoewol't Er har doe ek net forgeat en har rein en fruchtbere tiden joech en jimme herten fol makke mei spize en fleurichheit - mar nou hat Er ús stjûrd om jim Syn Wurd to bringen en jim to meitsjen ta syn bern. Mar doch dan dizze greate sûnde net en slachtsje gjin offerbollen foar ús, syn tsjinstfeinten....’ Hja moasten lang prate, ear't it folk en de preesters leauden, dat hja ek mar minsken wiene, mar op it lêst wisten se it dan dochs en de tsjinners gyngen fuort, mei de offerdieren en de krânsen.

Op it timpelplein stie it folk en seach donker nei de beide mannen, dy't gjin goaden wiene. Hwat in figuer hiene se slein foar dy beide Joaden! Jupiter en Mercurius.... Goaden út 'e himel en it draeide út op twa Joaden! Lystra soe net forneamd wurde, der soene gjin pylgers komme út fiere lannen, gjin jild en gjin offers.... En hjoed waerd it gjin feest yn 'e stêd, gjin offerfeest mei de romte fan fleis en wyn, gjin feestlike musyk, gjin douns op it moanneljochte plein. As dit bikend waerd soe Lystra in spotslach wurde foar de stêdden fan Asië.

De beide Joaden gyngen fuort, de stêd yn. It waerd ek heech tiid! De fingers jûken har om se in fikse ôfstraffing to jaen. Hwat die sok folk yn har stêd?.... Dy bidler, dy koe nou rinne. Dat like in wûnder, mar

hwa wist, wie it gjin tsjoenderij! Yn elk gefal soene se oppasse foar dy twa moaije mannen!

* * *

It wie net lang nei dy frjemde middei, dat der wer reizgers to Lystra kamen: in keppel Joaden út Antiochië en Ikonium. Hja hiene de lange, moedsume reis troch de bergen makke, allinne om Paulus en Barnabas út 'e stêd to fordriuwen. Yn Antiochië en Ikonium koene se net mear arbeidzje, mar ek yn Lystra soene se net bliuwe! En op dy lange, swiere tocht hiene se harsels al mar lilker makke en nou't hja hjir wiene, haten se har oant'e dea. Foaral dy iene, dy Paulus, dy't alles mar sizze doarst en dy't har stilpraet hie mei syn Bibelteksten, dy soe it gewaer wurde.

Hja gyngen Paulus en Barnabas nei en doe't Paulus op in kear it folk wer tasprekke woe, gyngen se fûl tsjin him yn en stokelen de mannen fan Lystra tsjin him op. It waerd in wyld trelit en allegearre meiïnoar, Joaden en heidenen, foelen se op 'e apostel oan. Hy wier net bang, mar allinne koe er neat bigjinne tsjin de wylde binde. Hja krigen skerpe stiennen op en sloegen út alle macht, sa lang oan't er foel. En noch wie har woede net bikommen, hja goaiden oan't der gjin libben mear yn him wie en hy net mear forweegde. Doe sleepten se him de stêd út en lieten him lizze op it iepen fjild. De wylde hounen soene der har wol mei rêdde en oars de gieren wol....

Dyselde deis noch gyngen de discipelen de stêd út om syn lichem to bigraven. It hert wie har swier fan leed. De boade fan Kristus, dy't har it heil forkundige hie en har it libben brocht hie, lei dêr nou kâld en dea. Mar in earlik grêf soe er hawwe, sels al moast it har it libben kostje.

Sa stiene se om him hinne, de lytse gemeente om 'e deade apostel. Doe joech ien in skreau en wiisde nei him. Hy biweegde.... O, God, dan wie er net dea, dan hie it allinne mar sa like; hy kaem wer by. Hja holpen him en wosken it bloed fan syn gesicht en doe't er hwat bikommen wie, roun er tusken har yn nei de stêd. Dat elke stap him sear die, dat wie neat en hy glimke moedich. Ien kear hie er sels de discipelen forfolge, nou mocht er om Jezus' namme pine en smerten drage! It wie mear as er fortsjinne hie....

It spriek fansels, dat er net langer to Lystra bliuwe koe en dy jouns yn 'e rounte fan 'e discipelen foel it bislút, dat er sa gau mooglik mei Barnabas nei Derbe reizgje soe, in stêd dy't mear as hûndert kilometer fierder lei, it Easten yn.

De discipelen hiene tocht, dat Paulus op syn minst noch in dei-mannich to Lystra bliuwe moast, mar hysels tocht der oars oer. Hy moast fierder, altyd fierder en as er dochs net mear sprekke koe yn dizze stêd, dan wie elke dei forlern dy't er der langer bleau. En sa gyng er de oare moarns mei syn tokniesde lea de reis troch de bergen oan, de wounen noch read en iepen, mar it hert fol moed. Hy hie doe to Perge hurd west oer Johannes Markus, mar hy wie hurder oer himsels. Allinne syn baernende leafde foar Kristus makke dat er de reis ta in ein bringe koe.

* * *

Hja bleauwen gâns in skoft to Derbe en wounen dêr in greate skare minsken, dy't hja ûnderrjochten yn 'e lear. Doe't hja sels achten dat har wurk hjir ôf wie, en dat de gemeente it bûten har rêdde koe, gyngen se werom, it westen yn. Derbe lei net iens mear tige fier fan Tarsus, mar de wei der hinne gyng oer de hege berchpassen fan 'e Taurus en wie tige biswierlik. Bûtendat woe Paulus noch graech wer by de gemeenten lâns om de discipelen to bimoedigjen. Sa kamen se dan wer to Lystra

en Ikonium en Antiochië en yn alle trije gemeenten stelden se presbyters of âlderlingen oan en formoannen se de leden om trou to bliuwen, ek as der forfolging komme soe.

Dizze kear sprieken se ek to Perge, dêr't hja op 'e hinnereis allinne mar troch gien wiene en dêrwei rounen se nei de havenstêd Attalia. De weromreis nei Antiochië yn Syrië makken se oer sé. Yn it formidden fan 'e gemeente dy't har útstjûrd hie, diene se forslach fan har reis en meiïnoar forbliden se har, dat God nou ek foar de heidenen de doar fan it leauwe iepene hie.

Gearkomste to Jeruzalem
277

Nei har earste sindingsreis bleauwen Paulus en Barnabas noch gâns in skoft to Antiochië; it kaem har ek ta nei dy swiere tocht troch de heidenlannen, mar fan rêsten kaem der ek nou wer net folle: der wiene allerhanne swierrichheden, dy't tige har omtinken fregen en dy't sels in reis nei Jeruzalem nedich makken.

Der wie yn 'e gemeente to Jeruzalem in groep dy't

foar har bikearing Farizeër wiene en dy't ek nou noch tige oan 'e âlde wet en de hillige seden hongen. Hja leauden wol, nei alles dat der to Caesaréa en to Antiochië bard wie, dat ek de heidenen diel hawwe koene oan it heil yn Kristus, mar neffens har bitinken koe dat allinne as hja earst folslein Joad waerden en de wet yn alles hâldden. Allinne hwa't yn it forboun mei Abraham bigrepen wie, koe sillich wurde, mar hoe soe oait in heiden diel hawwe oan dat forboun, as er net mei Abraham bisnien wie? ‘Dy't ûnbisnien bliuwt, dy siel sil útroege wurde út syn folken: hy hat Myn forboun brutsen!’ Sa stie it yn 'e boeken fan Mozes en dêr koe sels in man as Paulus net foar wei! Dy learde, dat de bisnijenis syn tiid hawn hie en dat elk in bern fan Abraham wie, dy't lyk as Abraham leaude, mar hja soene wol ris witte wolle, hwer't dat stie! En dan wie dy kwesje der noch fan rein en ûnrein, dêr gyngen Paulus-en-dy ek mar hwat licht oer hinne. Miskien foel dat ek net ta op plakken dêr't gjin Joaden wennen en dan moast der hwat troch de fingers sjoen wurde, mar yn Antiochië koe it wol, dat makken se har net wys! It wie dochs ek gjin greate muoite, as hja mei Kristenen út 'e heidenen ieten, en set foar de echte Joaden in aparte tafel del? Dêr hoegde dochs nimmen oanstjit oan to nimmen: èlk koe ommers troch de bisnijenis Joad wurde en de wet yn acht nimme en dan soe gjinien him by de tafel wei-keare.

Dizze groep hie to Jeruzalem gâns ynfloed en hja biskôgen Jakobus, de broer fan Jezus as har foaroanman en lieder: hja wiene der suver greatsk op as oaren har ‘dy fan Jakobus’ neamden. It wie fansels wier, dat Jakobus noch tige oan 'e âlde seden hong en dat er de wet op 'en strangsten hâldde, mar it wie nèt sa, dat er it yn alles iens wie mei dy Farizeërs. Hy learde nèt, dat der oars gjin bihâld wie as lâns de wei fan 'e bisnijenis en hwa't dat de gemeente optwinge woe yn syn namme en op syn gesach, dy wie net earlik en die him ûnrjocht. En dochs doarsten in mannich fan dy ‘Judaïsten’ it oan, om nei Antiochië to reizgjen en dêr har ôfwikende mieningen to forkundigjen; hja skrommen sels net om krekt to dwaen, as hie de gemeente fan Jeruzalem har ta dat doel stjûrd en hja makken der rekken op dat Petrus, dy't doe ek krekt to Antiochië wie, har wol helpe soe.

* * *

De apostel Petrus wie yn 'e gemeente ûntfongen mei alle eare dy't syn posysje foege en hy fielde der him tige thús; hy gyng yn alle freonskip mei de bruorren om en it kaem net yn him op om ûnderskie to meitsjen tusken Joaden en heidenen. Der waerd net ienris praet oer in aparte tafel of oer de âlde spiiswetten en Petrus seach yn it minst net út 'e hichte op 'e ûnbisniene bruorren del.

Al dagen wie dat sa gien, doe't ûnforwachts de mannen út Jeruzalem delkamen. Hja waerden tige gol en gastfrij ûntfongen, mar botte tankber bitoanden se har net: hja wiene wol tige freonlik foar Petrus en Paulus en de oare Joaden, mar foar de Kristenen út 'e heidenen oer diene se wakker út 'e hichte en doe't it iten opdroegen waerd, easken se op hege toan in aparte tafel. Der foel in frjemde stilte yn 'e wide seal: de Kristenen út 'e Joaden doarsten net to wegerjen en setten yn 'e hoeke in tafel ré, mar de oaren krigen in kleur en seagen nei Paulus. Dat wie to Antiochië noch noait bard, dat Joaden en Griken apart oan tafel gyngen. Wiene se dan net allegearre hillich yn Jezus Kristus, hiene se dan net allegearre deselde Geast ûntfongen, wiene se net doopt mei ien en deselde doop? As de Heare gjin ûnderskie makke, mochten dy fan Jakobus it dan wol dwaen? Koe de apostel Petrus wol mei har ite en dizze Jeruzalemmers net? Mar Paulus soe wol fanwegen komme en sizze hwer't it op stie! Dy hie sels ek Farizeër west en dy koe de mannen wol to reden stean!

Mar Paulus woe net de earste wêze dy't it wurd naem. Dit wiene leden fan 'e gemeente to Jeruzalem en it kaem foar Petrus op om har to-rjocht to wizen. En hwa koe oait better tsjin dizze Farizeërs yngean as Simon, dy't út Gods eigen mûle heard hie, dat it ûnderskie tusken rein en ûnrein weifallen wie? Dat hoe swier it him ek foel om neat to sizzen en hoe't it him ek ynbaernde, hy sei neat en seach strak nei Petrus, Sei dy nou noch neat? Hwerom hie er sa'n kleur en hwerom seach er sa frjemd nei dy mannen yn 'e hoeke.

En doe riisde Simon oerein en stadich, as wist er sels noch net hoe't er soe, roun er de seal troch nei de Joade-tafel en frege om in plak. De Jeruzalemmers laken breed en makken romte foar him. Hiene se it net tocht? De greate apostel stie oan har kant! Noch mear kamen op har ta; al greater waerd de rounte om 'e tafel-fan-'e-reinen. O sjoch, ek Barnabas kaem by har! Nou hiene se de slach sa goed as woun, nou siet allinne Paulus noch by de ûnbisnienen, Paulus en in mannich Joaden fan Antiochië, minsken sûnder gesach en ynfloed. It wie doch mar goed, dat hja de lange reis makke hiene: hjir wie noch wol hwat to suverjen yn dizze heidenske stêd. En Paulus soe nou wol neat mear sizze doare....

Fansels doarst Paulus wol. Hy sprong oerein, syn donkere eagen flammen en troch de wide seal gyng syn machtich lûd. Earst rekkene er mei Petrus ôf. ‘Dizze apostel’, sei er triljend fan lilkens, ‘hat dagen lang ús gast west en mei ús oan 'e selde tafel sitten; as hy, dy't in Joad is op heidenske wize by ús forkeare koe, hwerom wol er dan nou de Kristenen-út-'e-heidenen twinge om as Joaden to libjen? Mar ik wit wol, dat er yn syn hert net mear oan dy dingen hinget: hy

docht it allinne om't er bang is foar dy mannen út Jeruzalem, dy't hjir kommen binne om't hja ús de frijdom net gunne, dy't wy yn Kristus hawwe.'

En dêrmei liet er Petrus bitsjen en foel er tsjin dy-fan-Jakobus út. 'Jimme mannen fan Jeruzalem, witte jim sels wol, hwat jim ús gemeente oandogge? As it wier is, dat jim net mei ús oan ien tafel kinne, dan bitsjut dat, dat wy net rein binne en dat Kristus ús net hillige hat! Mar as Hy, hwaens Geast wy ûntfongen hawwe, ús net hilligje kin, dan is er de Forlosser net en dan is ús evangeelje in leagen. Sa steane jim dan tsjin de Kristus Gods en tsjin ús gemeente en forliede sels Barnabas en Petrus.'

* * *

Der wie net ien dy't noch tsjin Paulus ynlizze doarst nei dizze skerpe wurden en Petrus en Barnabas skammen har oer har lef gehuchel. Fan dy dei ôf stiene se beide njonken Paulus en holpen se him om de mannen fan Jakobus to oertsjûgjen. It holp net folle: nou't dy it yn 'e gearkomste net winne koene, sochten se de Kristenen út 'e heidenen thús op en seine, dat it noait goed mei har komme koe: 'Jim miene wol, dat jim bihâlden binne, mar it is net wier; dy't him net bisnije lit en net wurdt lyk as ús, dy kin net yn 'e himel komme.'

Paulus en de oaren diene alles om dy dwaellear to bistriden, mar doe't hja net mei har aksje ophâlde woene, waerd der bisletten, dat hy en Barnabas nei Jeruzalem reizgje soene om de saek oan 'e ein ta troch to praten. Dit koe sa net langer trochgean en as de apostelen net in ein makken oan it gekûp fan dy Farizeërs, dan soene de heiden-gemeenten har ôfskiede moatte. Mar hja hiene goede hoop, dat it sa fier net komme soe.

Fan Antiochië reizgen se, mei inkelde oare bruorren, troch Foenicië en Samaria en yn elke stêd dêr't in gemeente wie, rôpen se de Kristenen gear en fortelden fan it wurk yn 'e heidenlannen. It foel har op, dat oeral de discipelen tige bliid wiene mei it nijs dat hja brochten en dat der alhiel gjin fragen kamen oer de Joadske wet; it wie har in biwiis dat de dwaellear fan it Judaïsme noch gjin yngong foun hie bûten Jeruzalem en it bisterke har yn 'e hope, dat it ek dêr wol tafalle soe.

Doe't hja nei in reis fan forskate wiken to Jeruzalem kamen, waerd de hiele gemeente gearroppen: al de apostelen wiene der en alle âldsten en safolle fan 'e bruorren as de greate seal bergje koe en hja hearden mei greate blydskip nei it forslach fan 'e sindingsreis. Mar doe't Paulus en Barnabas alles forteld hiene, riisden in pear mannen oerein en seine: 'Wy hawwe heard fan heidenen dy't it evangeelje oannommen hawwe, en fan wûnders en tekens yn 'e namme fan Jezus, en dat heart wol moai, mar as dy minsken net bisnien binne en as der har net oplein is om to-nei de hiele wet to hâlden, dan hat alles om 'e nocht west en kinne se net bihâlden wurde.'

It sprekt fansels, dat Paulus en Barnabas mei klam tsjin dizze dwaling yngyngen en doe't it bliken die, dat der mear dy kant oerhongen, waerd der bisletten, dat de saek yngeand bisprutsen wurde soe op in gearkomste fan apostelen en âlderlingen. Sa gau as it koe, kamen de lieders byïnoar en yn dizze earste synoade is doe de kwesje bisprutsen en ta in oplossing brocht.

* * *

It bigjin wie oars net sa moedich: der foelen fan beide kanten skerpe wurden en it waerd in wyld en forheftich debat. Mar doe naem Petrus it wurd en sei: 'Mannen, bruorren, jim witte, dat God my útkard hat om it earst oan 'e heidenen it evangeelje

to forkundigjen en jim hawwe heard, dat de Hillige Geast oer har kommen is, net minder as op ús! As God, dy't de herten ken, dan gjin ûnderskie makket tusken har en ús, soene wy it dan al dwaen moatte? Hwant mei de wet fan Mozes lizze wy de heidenen in jok op, dat nimmen, ek wy sels net, oan 'e ein ta drage kin, hwant ek wy wurde allinne bihâlden troch de genede fan Jezus Kristus. Dat ik bin fan bitinken, dat Paulus en Barnabas goed dien hawwe en dat it gjin foech jowt en liz oan Kristenen út 'e heidenen de wet fan Mozes op!'

It bleau stil yn 'e seal, doe't Petrus syn miening sein hie en foaral Paulus wie tige bliid. Dit wie in oare Petrus, as dy't doe to Antiochië mei de fûle Judaisten oan ien tafel sitten gyng; doe wie er bang en doarst er net foar syn miening út to kommen en nou, yn syn eigen gemeente, dêr't dy fan Jakobus by wiene, sei er moedich hwer't it op stie. Doe yn Antiochië hie hy, Paulus, him skerp torjochte wiisd, mar it hie gjin kwea bloed set en Simon stie nou njonken him; sels hie er it net better sizze kinnen.

It wie de bruorren út 'e Farizeën oan to sjen, dat hja noch net oertsjûge wiene, mar tsjin Petrus doarsten se dochs net yn it forset to gean. Doe naem Paulus it wurd en op 'e nij forhelle er alles dat hja yn 'e heidenlannen meimakke hiene en fansels liet er dúdlik útkomme dat er it alhiel mei Petrus iens wie.

Doe't er ophâldde naem Jakobus it wurd en allegearre wachten mei spanning hwat hy, de lieder fan 'e gemeente en de âldste broer fan Jezus, to sizzen hawwe soe. Soe er de partij fan 'e Judaïsten opnimme of njonken Paulus en Petrus stean? Elk fielde, dat syn wurd de trochslach jaen soe en dat dêr alles fan ôfhong.

'Bruorren', bigoun er, 'Simon hat ús útlein hoe't God him fan alle apostelen it earst nei de ûnbisnienen

stjûrd hat, om út 'e heidenen in folk foar God to winnen, lyk as de profeten al foarsein hiene. Dêrom bin ik fan bitinken, dat wy de bruorren út 'e heidenen gjin wetten en foarskriften oplizze meije, bihalve dan de fjouwer regels dy't ek foar de heidenen jilde, dy't by de synagoge hearre. Dat ik stel foar dat de heiden-Kristenen yn Syrië en Cilicië har allinne hâlde oan dy fjouwer dingen en dat Paulus frij is yn alle stêdden bûten dat gebiet en dat wy in brief stjûre nei Antiochië en in pear fan ús mannen, om it neijer út to lizzen.'

Fansels wisten alle bywêzigen wol, hwat Jakobus bidoelde mei de fjouwer regels fan 'e Grykske synagogen: gjin bloed drinke, lyk as de heidenen wol diene; gjin flesk ite, dêr't noch bloed ynsiet; gjin fleis keapje, dat wijd wie oan 'e ûngoaden; gjin libben yn ûnsedichheit - en it like har ta, dat dêr gjinien biswier tsjin ha koe. Yn alle stêdden dêr't Joaden wennen, wie wol rein flesk to keap en dat walgich bloed koene se bêst sûnder, en hwat dat libben yn ûnsedichheit oanbilange, ek dat wie gjin ûnreedlike eask, ek al rekkenen de Joaden der somstiden dingen by, dy't yn oare lannen hiel gewoan wiene. Dat der wie gjin ien, dy't tsjin it útstel fan Jakobus wie en doe't ek de gemeente it goedkard hie, waerd in brief opsteld, dêr't yn stie:

> 'De apostelen en de âlderlingen dogge de bruorren yn Antiochië en Syrië de groetenis.
> Om't wy fornommen hawwe, dat inkelden fan ús gemeente jimme fan 'e wize brocht hawwe, mei to sizzen dat jim bisnien wurde moatte en de wet ûnderhâlde, alhoewol't wy har dat net opdroegen hiene, hat it ús ienriedich goedtocht mannen út to kiezen mei ús biminden, Barnabas en Paulus, mannen dy't har siele oerjown hawwe foar de namme fan ús Heare Jezus Kristus.
> Wy hawwe dan stjûrd Judas en Silas, dy't jim ek mounling itselde meidiele sille.
> Hwant it hat de Hillige Geast en ús goedtocht jim gjin swierder lêst op to lizzen as allinne dizze needsaken: jimme to hoedzjen foar offerflesk, en foar bloed, en foar it forsmoarde, en foar huorkerij. As jim jim dan to wacht nimme foar dy dingen, sil it jimme goed gean. - Farwol.'

Net lang nei dy gearkomste to Jeruzalem trieken Paulus en de oaren werom nei Antiochië, bliid en tankber, dat it skeel nou bylein en de frede yn 'e Tsjerke biwarre bleaun wie. Hy en Barnabas bleauwen noch in tiid yn Antiochië en doe't de rêst yn 'e gemeente wer weromkommen wie, bigounen se to tinken oan in twadde sindingsreis.

De twadde Reis
278

It wie Paulus syn doel om alderearst in tocht to meitsjen by de gemeenten lâns, dy't hja op 'e earste reis stichte hiene, mar ear't hja noch klear wiene mei de ta-rissing, krigen hy en Barnabas al wer forskil fan miening. Barnabas stie der op, dat ek dizze kear Johannes Markus wer as helper mei soe en Paulus woe him yn gjin gefal mei hawwe. Hja soene dizze kear oer Tarsus en de Taurus-bergen nei Derbe reizgje en dus soe de reis noch swierder wurde as de earste kear; hwat foar sin soe it hawwe en nim dan immen mei, dy't har destiids, ear't de tocht troch it berchlân bigoun, sa lef forlitten hie? It holp net, dat Barnabas der al tsjin ynlei, dat Johannes der genôch spyt fan hawn hie en dat er syn forsom sa graech wer goed meitsje woe, Paulus bleau op syn stik stean: leaver gjin helper, as ien dêr't hja net op oan koene.

Mar ek Barnabas hâldde syn ein fêst en sa roun it út op in fûle striid tusken de beide freonen, dy't safolle togearre trochmakke hiene. It wie Barnabas dy't Paulus doe to Jeruzalem by de apostel Petrus brocht hie, en dy't him letter út Tarsus wei nei Antiochië brocht hie en Paulus wist ek wol, dat er him gâns skuldich wie, mar lykwols koe er net tajaen. Hy tocht allinne oan it doel fan 'e reis en oan it greate wurk en dêr moast alles foar wike, ek de freonskip foar Barnabas. De ein wie, dat hja byinoar wei gyngen en dat Barnabas mei Johannes Markus nei Cyprus gyng en dat Paulus omseach nei in oare reisgenoat.

Hy foun al gau ien, dy't him tige geskikt ta like en dy't er folslein fortroude: deselde Silas, dy't mei him út Jeruzalem kommen wie en dy't de bynamme Silvanus hie. Hy stie bikend as in trou discipel fan Jezus, hy wie wol in echte Joad, mar ek bikend mei de tastannen bûten Israël en, lyk as Paulus, hie er it Romeinske boargerrjocht. Ek dizze kear kaem de gemeente gear om ôfskie to nimmen en om har Gods seine ta to bidden en dêrnei gyngen de beide mannen de lange en swiere reis oan.

Hja gyngen earst nei inkelde gemeenten tichte by Antiochië en trieken doe nei Tarsus, dat yn 'e flakte, ûnder oan 'e Taurus lei. En dêrmei bigoun it swierste diel fan 'e tocht: in moedsume mars oer de hege passen, troch in wyld en iensum berchlân. Nei't hja in lange omwei makke hiene, dy't dagen tiid naem, stiene se ûnforwachts foar de gemeente to Derbe. Fansels waerd Paulus mei greate blydskip ûntfongen en daliks bigoun er de jonge gemeente to learen. Mar ek bûten de rounte fan 'e discipelen forkundige er it evangeelje en, lyk as de earste kear dat er yn Derbe wurke, joech God syn seine en waerd der in great tal heidenen doopt.

Fan Derbe gyng de reis nei Lystra en dêr trof Paulus in jonge man, dy't in Joadske mem hie; syn heit, dy't nou net mear libbe, wie in heiden en sadwaende wie Timotheüs - sa hiet er - net bisnien. Syn mem, Eunice en syn beppe, Loïs, hearden beide by de gemeente en, al hoe jong er wie, hysels hie ek Jezus leaf en woe wol graech mei Paulus en Silas op reis. It like Paulus ek goed ta, mar der wie ien biswier: elken-ien yn dy streek wist dat Timotheüs in Grykske heit hawn hie, mar dat er dochs, fan memme kant, in Joad wie. Om't hja yn dy plakken ek ûnder de Joaden wurkje woene, wie it better, dat ek Timotheüs bisnien waerd en hoewol't Paulus der bislist tsjin wie om heidenen to bisnijen, foun er it foar in Joad neat net slim. Neffens rjocht hie Eunice it lang al dwaen litte moatten en ek de jongeman sels hie der gjin biswier tsjin; moedich droech er de fûle pine en de gleone koarts en dat wie Paulus in biwiis, dat er alles foar Jezus oer hie. Mei sok in helper doarst er it to weagjen en sa naem de jonge Timotheüs ôfskie fan syn mem en joech er him ta it sindingswurk.

Nei't hja ek to Ikonium de gemeente forsterke hiene, wiene se fan doel om it westen yn, nei de provinsje Asia, mar hoe't hja it ek bisochten, it woe net slagje: de Geast fan God laette har op oare wegen. Troch Frygië gyngen se it Noarden yn en kamen sa yn it lân fan 'e Galaten; dêr moast Paulus, om sykte, gâns in skoft bliuwe, mar ek hjir brocht er it evangeelje en koe er in gemeente stichtsje; doe't er hjirwei it Noarden yn woe nei de kustlannen fan 'e Swarte Sé, dêr't gâns Joaden wennen, moast er op 'e nij syn plannen opjaen; de Geast liet har net ta nei Bithinië to gean en ynpleats kamen se, it Noardwesten yn, yn 'e havenstêd Troäs, flak by de Dardanellen.

Fan Lystra ôf hiene se nou ien mei oar gâns mear as seishûndert kilometer reizge, mar nou koene se dan ek net fierder, of hja moasten oer sé, nei Macedonië of Grikenlân en dat lei net yn 'e bidoeling.

* * *

Ek to Troas brochten se it evangeelje en ek dêr waerd in gemeente stichte, mar lang bleauwen se der net: foar de tredde kear op dizze reis kaem de Hillige Geast fanwegen en moasten se har plannen foroarje. It wie op in nacht dat Paulus in fisioen krige; in Macedoniër stie foar him en smeke: ‘Kom oer nei Macedonië en help ús!’ Doe't er it de oare deis oan syn trije freonen fortelde, - bihalve Timotheüs en Silas wie nou ek de dokter Lukas by har - wiene se it der oer iens, dat it mar ien ding bitsjutte koe: God rôp har nei de oare kant, nei it lân fan Macedonië. Hja seagen dyselde deis noch om in skip, tige binijd nei hwat har dêr to wachtsjen stie.

Net lang dêrnei fearen se oer nei Neäpolis en dêrwei trieken se daliks troch nei de stêd Filippi, it earste plak yn Jeropa dêr't it evangeelje forkundige waerd.

Filippi
279

De stêd Filippi wie yn dy tiid in Romeinske koloanje: elk dy't dêr wenne hie it Romeinske boargerrjocht en hoewol't der ek Griken har thús hiene, waerd der dochs mear Latyn as Gryksk praet. Ek it bistjûr fan 'e stêd wie op Romeinske wize ynrjochte: twa hege amtners, de duümviri, hiene it biwâld en wiene tagelyk de heechste rjochters; elke kear as hja de stêd yngyngen, rounen de liktoaren foar har út mei har bondel roeden en har skerpe bile, klear om elke wetforbrekker to kastijen of to deadzjen. De beide rjochters fielden har noch al en steurden har net altyd oan 'e strange Romeinske wet, dy't krekt oanjoech hoe fier har macht gyng; wol pasten se op, dat hja by it folk yn 'e gunst bleauwen, mar frjemden, en foaral ek Joaden, moasten it faek ûntjilde.

* * *

Yn dizze drokke stêd, op in krúspunt fan wichtige wegen, kamen Paulus en syn trije helpers op in goede dei oan. It die bliken, dat der gjin synagoge wie en dêrom gyngen se de earste sabbat de stêd út nei de

rivier: às der in pear Joaden wennen to Filippi, dan hiene se fêst it gebet bûten de poarte, by streamend wetter. Hja founen der lykwols allinne mar in pear froulju, dy't tige bliid wiene mei de ûnforwachte bisikers en mei greate oandacht harken. Foaral ien fan harren, Lydia, dy't ôfkomstich wie út Thyathira en in saek hie yn poarper-stoffen, naem har it wurd fan Paulus tige nei en liet har mei al har húsgenoaten dope.

Fansels wie hja tige tankber, dat hja it heil fan Kristus foun hie en hja achte it har plicht om nou ek hwat foar Paulus en de oaren to dwaen. It wie har yn 'e wei dat de fjouwer mannen by heidenen yn 'e hûs wiene en hja noege har út om by har yn to kommen: romte wie der genôch en ek oars wie it gjin biswier. Dat de minsken der wolris oanstjit oan nimme koene - fjouwer frjemde mânlju by in frou dy't sels gjin man hie! - dêr joech se neat om. It wie de mannen earst fiersten to mâl, mar doe't Lydia oanhâldde en sei: ‘As jimme wier fan bitinken binne, dat ik yn 'e Heare leau, dan moatte jim by my komme’, doe doarsten se net mear to wegerjen. Dat sa kaem it, dat Paulus to Filippi net hoegde to arbeidzjen foar de kost, mar dat er al syn tiid en krêft jaen koe oan it sindingswurk. En ek nou woe God de forkundiging seingje en waerd der in gemeente stichte. Krektlyk as to Troas lykwols, moast Paulus ek to Filippi syn wurk ûntidich ôfbrekke.

* * *

It barde op in Sneon, doe't hja meiïnoar nei de rivier gyngen, dat in jonge slavin har neiroun en al mar rôp: ‘Dizze minsken binne tsjinners fan 'e allerheechste God en forkundigje jimme de wei fan it bihâld.’ Paulus en de oaren bearden dat hja neat hearden, mar lestich wie it fansels wol, dat gerop; der koe in hiele oprin fan folk út fuortkomme en dat soe fêst it wurk net to'n goeden komme. It wie ek wol wier, hwat it fanke sei, mar it folk op 'e strjitte soe der wis net folle goeds fan meitsje en it lei Paulus by, dat der kweade machten mei mank wiene.

Doe't hja der nei fornamen, hearden se, dat it ek sa wie: de slavin hie in kweageast en dêrtroch koe se ek wiersizze: hûnderten minsken kamen it jier lâns by har en har hear en frou makken der in fikse winst mei. It bleau net by dy iene kear en doe't hja dei-oan-dei har nei-rôp, krige Paulus syn nocht; ûnforwachts roun er op har ta en strang sei er tsjin de geast: ‘Yn namme fan Jezus Kristus, gean daliks út har.’ Tsjin de hillige namme fan Jezus hie de démon gjin forwar: hy moast it fanke frijlitte en tankber gyng se nei hûs, bliid dat hja nou forlost wie fan 'e geast, dy't har sa lang al yn 'e macht hie. Dat hja nou net mear wiersizze koe, foun se neat net slim, dêr tocht se net oan.

Fansels tochten har eigeners dêr gâns oars oer; hja wiene razend op Paulus en forgrime gyngen se de stêd yn om wraek to nimmen. Skatten hiene se noch mei dat fanke winne kinnen en hou hie dy forflokte Joad mei ien slach alles bidoarn. Mar hy soe der foar bliede, dy duvelbander út Antiochië!

Hja troffen it wol; yn 'e stêd kamen se Paulus en Silas tsjin en wylst hja lûd om help rôpen, sprongen se op har ta en griepen har beet. Fan alle kanten kaem it folk opsetten en ear't de beide mannen noch wisten, hwat se der oan hiene, waerden se al meisleept en foar de rjochters brocht, dy't rjochtdei hâldden op 'e merk. De duümviri seagen út 'e hichte del op 'e beide Joaden en fregen de eigener fan 'e slavin, hwat hja dien hiene. It like de goede man better ta de wierheit net to sizzen en forheftich rôp er: ‘Dizze lju bringe de hiele stêd yn opskuor; it binne Joaden en hja leare frjemde seden, dy't wy, Romeinen net oannimme meije.’ En ek it folk op it plein bigoun to roppen en bilastere Paulus en Silas.

* * *

It lei nou op 'e wei fan 'e rjochters om de finzenen sels to hearren, mar it hie net folle sin, tochten se: it wiene mar Joaden en bikenne woe sok folk dochs net. En it moasten wol swiere misdiedigers wêze, oars soene al dy minsken net sa fûl tsjin har wêze. Hja wonken de liktoaren. ‘De klean út en mei de roeden.’ Yn in pear tellen hiene se Paulus en Silas de klean fan 'e rêch skuord en daliks sloegen de liktoaren der op los. Paulus rôp noch hwat, mar syn lûd waerd wei yn it wyld tumult fan it oerstjûre folk, dat de liktoaren oanfjurre. Hja moasten it goed fiele, dy bretale Joaden, dy't de goede stêd Filippi sa yn opspraek brochten! De liktoaren diene oars wier har bêst wol: hja switten der fan en sloegen oan't hja net mear koene. Paulus en Silas leine beide oer de groun, har rêch ien rauwe, iepene woune, en doe joegen de hege rjochters it teken om op to hâlden. Wreed skopten de liktoaren har oerein en sloegen har de mantel om; doe brochten se har yn optocht de strjitten troch nei it tichthûs. Dy mars troch de stêd, wylst elke stap har sear die, wie slimmer marteling as de giseling sels....

De finzenis to Filippi wie net in botte hecht gebou, mar de rjochters leine de sipier mei klam op, dat er har goed biweitsje moast: der soe hwat swaeije as er har ûntsnappe liet! Dat de sipier naem gjin risico en sette se yn 'e binnenste sel, in soarte fan hoale, heal yn 'e groun, dêr't it altyd donker wie. De earmen waerden mei keatlingen oan 'e muorre fêstset en de fuotten kamen yn it blok en sa sieten se dêr mei har tosleine rêch en forgyngen fan 'e fûle pine. De rjochters fan Filippi koene gerêst wêze en to-freden gyngen se

nei hûs: de oare deis soene se har wol biriede hoe't it fierder mei dy kweadwaners moast....

It wie ûren letter. De minsken fan Filippi wiene lang al yn 'e nachtrêst en de duümviri sliepten de sliep fan 'e rjochtfeardigen. Om sa'n aksidint mei twa Joaden koene Romeinske magistraten dochs wier de sliep net brekke!.... Paulus en Silas sliepten net. Noch diene alle lea har sear, mar de allerslimste pinen wiene oer en hja koene wer tinke. Hoe kaem it nou moarn? Wachte har, nei de hurde kneppels, de bile fan 'e liktoaren? Of soene se har sa wer frij litte? Mei sokke rjochters wie alles mooglik.... Yn elk gefal wiene se yn Gods hân. Hy hie har roppen yn Macedonië en Hy soe noch wol mear wurk foar har hawwe....

By har yn 'e finzenis sieten noch mear minsken. Miskien hie it op har wei lein om ek har it wurd to bringen, mar it koe noch net, hja wiene noch to wurch om in bitooch to hâlden. En doe kaem ien fan har op it idé om to sjongen. Sjongen wie makliker as sprekken: as hja mar ien kear op gleed wiene, gyng it hast fansels. En mei triljend lûd, mar aloan fêster, bigounen se to sjongen fan har leafde foar Jezus; hja forgeaten der suver har lêsten by! Sels de tichthúsboeven harken der nei en flokten en drigen net om dy forsteuring yn 'e nacht. Fan de wurden bigriepen se it measte net, mar dat dy mannen songen nei sa'n giseling, dat wie in wûnder! De measten fan har wisten it by ûnderfining, hwat wurk dy roeden makken!

‘Hearen, what moat ik dwaen om bihâlden to wurden....?’

Al wer in nij liet. En tagelyk briek it ôf. Djip ûnder har yn 'e donkere ierde rommele it en fuort dêrop weage de flier fan de hoale op en del, de muorren skuorden, de kettingen foelen rammeljend los, de blokken sprongen iepen. En dêrmei wie it wer stil. Gjin ien sei in wurd. In ierdbeving! Hast altyd kamen der nei sa'n earste skok noch mear. Hja forgeaten yn 'e fûle spanning dat hja frij wiene en dat alle doarren iepen stiene.... Noch ien sa'n skok en hiel it gammele bousel foel boppe op har. As it dan to-minsten mar net lang mear duorre; dit wachtsjen wie net to dragen....

* * *

Op it binneplein gyngen hastige stappen. Troch de iepen doar seagen se de sipier stean, donker en great foar de ljochte loft. Har koe er fansels net sjen, mar mei al dy iepen doarren moast er wol tinke, dat de finzenis leech wie. O, sjoch!;.... Hja seagen hoe't er syn swurd loek en de skerpe punt op syn boarst sette. De boeven fan Filippi hâldden de siken yn. Hwat in nacht! In ierskodding, alle doarren iepen en in sipier dy't himsels to koart die! Hy hie noch gelyk: hja soene it wol sûnder him rêdde!....

En dêrmei kaem út it donker de stim fan Paulus, lûd en twingend: ‘Man, doch josels gjin kwea, wy binne hjir allegearre noch!’ In pear tellen stie er deastil, de sipier, forbjustere fan 'e blide skrik, doe liet er it swurd falle en rôp om in fakkel. Der kaem in slaef oandraven en mei it ljocht yn 'e hân sprong er de tsjustere hoale yn en liet him falle foar Paulus en Silas. Nou bigriep er alles: dizze mannen wiene ûnskuldich en har god hie de ierdbeving stjûrd om har to forlossen. ‘Hearen’, sei er earbiedich, ‘kom mei út dizze hoale en siz my, hwat ik dwaen moat om bihâlden to wurden.’ Op it skymrich binneplein wachte er op har antwurd. As soe dy machtige god him noch sokke swiere boete oplizze, hy soè it bitelje. Mar Paulus frege gjin boete en gjin offers, hy sei allinne mar: ‘Leau yn 'e Heare Jezus en jo sille bihâlden wurde.’

De sipier bigriep net hwat Paulus bidoelde, mar hy hie in sterke langst om der alles fan to witten, om him alhiel oer to jaen oan dizze frjemdling, om to leauwen yn dy god dy't Jezus hiet. Mar dat koe hjir bûten net en hy moast earst dy beide mannen helpe; hja koene noch hast net stean en trillen op 'e skonken. Hy naem har mei yn syn hûs en hiet de slaven, dat hja wetter bringe moasten; doe wosk er har sels de rêch en salve de iepene wonnen. Hja koene har net bigripe, dat dat

nou deselde hannen wiene, dy't har dy oerdeis yn it blok skroefd hiene!

En doe rôp er al syn húsgenoaten byinoar en setten se har ta harkjen. De apostel spriek lang, hy forgeat der syn pinen by en God seinge syn wurk: oan 'e ein fan dizze frjemde preek doopte Silas har allegearre. Doe ieten se noch meiïnoar mei in bliid en tankber hert en om't it al hast moarntiid wie, gyngen se mar net mear op bêd; der wie noch sa folle to bipraten en fan sliepen hie dochs neat mear kommen.

* * *

Der wiene mear minsken to Filippi dy't dy moarns al bitiid by de wurken wiene. Nei't de ierdskodding har sa wreed út 'e dreamen skrille hie, koene de beide rjochters net maklik de sliep wer fine. As dit mar net om dy beide Joaden wie! Men hearde soms sokke frjemde forhalen oer dy god fan Jeruzalem! It hie dochs net goed west, sa'n wrede giseling, sûnder forhoar. Frjemd, dat it yn 'e nacht en by donker sa folle slimmer like as dy middeis op 'e merk mei al dat folk der om hinne! It soe faeks it bêste wêze, dat hja har frij lieten....

Dy moarns al yntiids stiene de liktoaren foar de poarte fan 'e finzenis en brochten it birjocht, út namme fan 'e duümviri, dat de beide finzenen frij wiene en gean koene dêr't hja woene. De sipier wie tige bliid en optein fortelde er it greate nijs. Fansels hie er se graech noch langer hâlde wollen, mar nei alles hwat hja to Filippi ûnderfoun hiene, woene se fansels graech sa gau mooglik de stêd út. En mei triennen yn 'e eagen sei er: ‘Tsjoch dan hinne en gean yn frede.’

Mar Paulus skodholle earnstich. It wie moai, dat hja frij wiene, en dat nou it wurk wer fuortgong hawwe koe, mar as de hege hearen mienden, dat nou alles yn oarder wie, dan hiene se it dochs mis. Hja gyngen nou de stêd út, mar de lytse gemeente bleau achter en der soe gjin blaem op har rêste, as hy der hwat oan dwaen koe! Filippi soe witte, dat de folgelingen fan Jezus gjin misdiedigers wiene!

Hy gyng nei bûten, dêr't de liktoaren wachten. ‘Siz tsjin jimme hearen’, sei er koel, ‘dat hja sa net fan ús ôfbinne. Hja hawwe ús, dy't Romeinen binne, sûnder forhoar en yn it iepenbier giselje litten en ûnskuldich yn 'e finzenis set en nou sille se ús to-mûk de stêd útsette? Wy binne genegen om fuort to gean, mar allinne op bitingst, dat hja sels komme en ús útliede.’

De duümviri woene wol troch de groun sinke, doe't hja it boadskip hearden. Hiene se mar better ûndersyk dien, ear't hja dy mannen giselje lieten! Mar hwa hie ek tinke kinnen, dat dy twa Joaden boarger-fan-Rome wiene? As dit útkaem en de keizer hearde der fan, dan koe it har it libben kostje! Dat der siet oars neat op, hja moasten mei dy Joaden de stêd troch. En it folk fan Filippi, dat juster lake en oangyng doe't de liktoaren der op sloegen, soe har nou net minder formeitsje! Mar as it net oars koe en dy Paulus stie op syn stik, dan soe it moatte....

* * *

En sa stiene se dyselde moarns noch foar Paulus en Silas en fregen oft hja sa goedwêze woene om fierder to reizgjen. Dy giseling, dat hie in tragysk forsin west, mar hja wiene genegen om it wer goed to meitsjen. As it moast koene se har de stêd útliede.... En dat wie al it minste, dat hja dwaen koene, sei Paulus; yn it iepenbier wie har ûnrjocht dien, hy twivele der net oan dat de hearen it ek yn it publyk wer goed meitsje woene. Hwat harsels oanbilange, hja wiene ré om Filippi to forlitten, - de hearen magistraten mochten har ris wer forsinne! - mar earst moasten se noch ôfskie nimme fan 'e gemeente. Dat as de hearen noch in skoftsje geduld dwaen woene.... De rjochters knikten démoedich; it kaem fansels net op in ûre oan.

It wie ek net sa mar klear, dat ôfskie; de gemeenteleden moasten gearroppen wurde en doe't hja der allegearre wiene, naem Paulus de tiid der ôf om in taspraek to hâlden. Hy boun har op it hert om trou to bliuwen, ek al soe der forfolging komme. It wie wol spitich dat hy en Silas sa gau al fuort moasten, mar to'n earsten bleauwen Timotheüs en Lukas noch; en ek as dy mei 'er tiid wer fierder trieken, hoegden se gjin noed to hawwen: it hie noch noait oan minsken stien en God soe syn tsjerke biwarje oan 'e ein ta. Mar nou wie it dan de tiid foar it ôfskie; hy mocht de hearen net langer wachtsje litte....

En sa rounen se dan troch de strjitten fan 'e stêd, twa Joaden tusken de magistraten fan Filippi en foar en efter har de liktoaren mei bile en roeden. De minsken dy't tafallich bûten wiene, seagen har de eagen út 'e holle. It koe al hurd foroarje, tochten se, mar hja gunden it de hege hearen fan herten. It wie de muoite wurdich om yn Filippi to wenjen: juster in ûnforwachte giseling en nou dizze frjemde optocht!

En nimmen wist hwat der yn dy beide Joaden omgyng, dy't dêr sa stiif en stram tusken har rjochters stapten. Tochten se miskien oan dat âld forhael fan Mordechai en Haman? As it al sa wie, dan wiene se yn elk gefal sa greatsk net as doe dy tsjinner fan kening Ahasfearos, yn syn poarperen mantel, heech op it keningshynder. Hja wiene op it lêst gjin tsjinners fan in machtich hearsker, mar oars net as slaven fan Jezus Kristus. En as hja dat al ris forjitte soene by dy mars troch Filippi en hja soene oanstriid krije ta greatskens, dan wiene der altyd dy iepene rêggen noch en dat jûke net!

Macedonië
280

It waerd in swiere reis foar Paulus en Silas, troch de stêdden Amfipolis en Apollonia, dêr't gjin Joaden wennen, nei de drokke en greate havenstêd Thessalonika, in reis dy't fêst wol in dei of fiif fan lange marsen naem. Hja wiene wurch en yn 'e ein, doe't hja einlings to plak wiene, mar folle rêst gunde Paulus him sels net. Fuort de earste de bêste sabbat siet er al wer yn 'e folle synagoge en lei er de Joaden en de inkelde. Griken dy't mei har gearkamen, de Skriften út. Mei in lange rige teksten biwiizge er har, dat de Messias lije en stjerre moast, mar dat er wer út 'e deaden opstean soe en dêrnei bigoun er har út to lizzen, dat dy Messias, dêr't hja noch altyd nei útseagen, al kommen wie en dat der oars gjin heil wie foar Joaden en Griken as troch him.

Der waerd tige harke, dy Sneon-to-moarns to Thessalonika en der wiene ek inkelde Joaden dy't har bikearden, mar der wie net lyk as to Filippi, in Lydia, dy't har yn hûs naem en har gastfrij forsoarge: al de wiken dat hja yn 'e stêd it wurd bitsjinnen moast Paulus mei eigen hannen wurkje foar de kost. Net, dat er dêr oait oer klage: hy libbe allinne foar de goede saek en hy woe alles wol dwaen om de minsken to winnen foar Jezus. Noch twa sabbatten koe er yn 'e synagoge arbeidzje, doe lieten se him net mear ta, mar krekt doe't syn folksgenoaten him de rêch ta kearden, iepene God de herten fan 'e heidenen; gâns in skare Griken en ek forskate rike en forname froulju joegen har by de gemeente. Pauuls wie tige bliid; hoe drok er it ek hie mei syn hantwurk, altyd foun er tiid om it wurd to forkundigjen en Silas holp him trou; doe't ek Lukas en Timotheüs wer by har wiene, gyng alles noch makliker. Mar ek de gemeente to Filippi forgeat de apostel net: mear as ien kear stjûrden se boaden en dy kamen net mei lege hannen: út tankberens stjûrden se him fan alles.

* * *

Sa wurke Paulus mei greate iver en hy soe fêst noch langer to Thessalonika bleaun wêze, as de Joaden der ek hjir wer net tusken kommen wiene. Dy koene it net útstean, dat de jonge gemeente noch altyd oanwoechs en dat safolle heidenen yn Jezus leauden en hja makken plannen om Paulus en syn helpers fuort to krijen.

De stêd Thessalonika wie net in Romeinske koloanje, mar in saneamde frije stêd, mei selsbistjûr yn it forbân fan it Romeinske Ryk; bihalve in folksforgearring en in senaet wie der in kolleezje fan seis ‘politarchen’, dy't de útfierende macht hiene en rjocht sprieken. De magistraten wiene wakker greatsk op har frijdom en hiene mar ien soarch: dat de Romeinen har noch ris in kear dy rjochten ûntnimme soene en sadwaende wiene se nearne banger foar as foar alles dat út 'e fierte op oproer like. Hwant it regear to Rome mocht yn mannich ding tige skiklik wêze en gâns troch de fingers sjen, op dàt stik fan saken koe it net folle lije. De Joaden wisten dat fansels ek wol en makken der misbrûk fan om Paulus fuort to krijen.

It wie foar har in lytse muoite om it folk fan Thessalonika yn biweging to krijen: hja hierden ienfâldich in pear boeven fan 'e merk, dy stokelen it wiffe folk fan de havenwyk op en it duorre net lang of in hinde roppende, bearende mânlju bisingele it hûs fan Jason, dêr't Paulus doe syn thús hie. It hie him net bêst ôfgien, as hja him troffen hiene, mar Paulus en Silas wiene beide de stêd yn; ynpleats dat it folk doe wer ôfsette, brieken se de doar iepen en sleepten Jason en noch in pear fan 'e bruorren mei; de politarchen soene wol wei witte mei dat Kristen-folk.

De seis politarchen wiene lykwols wizer as de magistraten to Filippi en woene earst witte hwat de finzenen dien hiene. Mar ek dat wie gjin biswier; de Joaden rôpen forheftich: ‘Dy minsken dy't de hiele wrâld yn opskuor bringe, dy Kristenen,

binne hjir nou ek al en Jason is mei yn it komplot en hat har yn syn hûs nommen. En al dy Kristenen, al dogge se har noch sa moai foar, binne rebellen, en steane tsjin de Keizer, hwant hja leare dat der in oare kening is: Jezus!'

De politarchen wisten earst hast net hoe't hja moasten. De biskuldiging wie slimmernôch en de saek soe ûndersocht wurde moatte, mar oan 'e oare kant, it wiene Joaden, dy't de klacht ynbrocht hiene en as dat Joade-folk sa foar de eare fan 'e keizer opkaem, dan stiene hja it net rjocht. Dêr kaem noch by, dat Jason in rêstich boarger wie en in man mei jild en dy koene se dochs sa mar net yn it tichthús sette! Hja rêdden der har net ûnhandich út en seine, dat hja de saek ûndersykje en mei Jason prate soene en sa krigen se it folk sa fier, dat hja nei hûs gyngen. Doe't de strjitte frij wie, lieten se ek Jason gean, mar net earder as hy moast earst boarch wurde foar Paulus en der foar yn stean, dat dy gjin oproer meitsje soe.

Fansels bigriep Jason wol, dat de apostel gjin dei mear feilich wie yn Thessalonika en noch dyselde nacht

brochten se him en Silas de poarte út, de kant op nei Beréa, in stêd dy't net oan 'e greate wei lei en dêr't ek in synagoge wie. Doe't hja hwat bikommen wiene fan 'e swiere mars - it wie in lytse sechstich kilometer - gyng Paulus ek dêr wer nei de synagoge en God seinge syn wurk op wûndere wize. De Joaden to Beréa wiene net fijannich, mar ûndersochten mei earnst de Skriften: in greate mannichte kaem ta it leauwe en ek in hiele skare Griken lieten har dope. Nei alles dat er to Filippi en yn Thessalonika ûnderfoun hie, wie it wurk to Beréa foar Paulus in freugde en tanke er God foar syn seine.

Mar ek hjir koe er net sa lang bliuwe as er him foarnommen hie: de fijannige Joaden út Thessalonika kamen delsetten om ek yn Beréa it folk tsjin him op to setten. Ear't hja lykwols har plannen útfiere koene, skikten de bruorren him fuort, de kant op nei de sé en inkelde gemeenteleden brochten him nei de stêd Athene. Silas en Timotheüs wiene to Beréa bleaun, mar doe't syn gidsen wer weromreizgen, joech Paulus har it boadskip mei, dat de beide mannen sa gau as it koe by him komme moasten.

Athene
281

De reis fan Beréa nei de haedstêd fan Grikenlân hie de langste west, dy't Paulus noch makke hie en hy wist, dat er syn beide helpers yn gjin wiken sjen soe. It wie der net iens minder om: hy hie nou moai de tiid om hwat ta himsels to kommen en om de stêd ris to bisjen; as Silas en Timotheüs der dan einlings wiene, koe er mei alle macht út ein sette. En der wie hiel hwat to sjen yn Athene foar hwa't syn eagen iepen hie!

* * *

Der hie in tiid west, dat it lytse Grikenlân ien fan 'e wichtichste lannen fan it Easten wie, dat de wittenskip en de kunsten der bloeiden, dat it in hege eare wie in Gryk to wêzen. En al wie der net folle mear oer fan dy âlde gloarje, dochs wie it noch in bysûnder lân: de Romeinske oerhearskers hiene de Grykske goaden oernommen en yn mannich diel fan it greate Ryk wie net it Latyn, mar de koinè, it folks-Gryksk, de twadde tael.

En ek Athene sels wie noch in stêd fan bitsjutting, al hie it dan gjin hannel en forkear dat makke; noch altyd wennen der mear gelearden as earne oars yn 'e wrâld, noch altyd trieken de gelearden út oare lannen der hinne om wysheit op to dwaen en mei de wiisgearen to striden oer de djippe fragen fan libben en dea, noch altyd reizge mannich kunstner der hinne om de prachtige timpels to sjen en de hearlike marmerbylden. Mar ek de frjemde godstsjinstlearaers wiene der wolkom en hja mochten gerêst har nije goaden oanpriizgje; de tiid wie lang foarby dat de greate Socrates ta de dea foroardiele waerd, om't er it mei frjemde goaden hâldde. Yn dizze tiid makken de wiisgearen fan Athene har net mear drok oer sokke kwesjes en op in god mear of minder kaem it net oan.

Der wiene foaral twa rjochtingen ûnder de wiisgearen, dy't elkoar fûl bistrieden: de Epikureërs en de Stoïsinen. De earsten learden, dat de minske it lok allinne yn dit libben fine koe: de goaden bimuoiden har net mei dizze lege ierde en mei de dea wie dochs alles út; dêrfoaroer hâldden de lêsten fol, dat it godlike yn elk minske wenne en dat de sielen fan 'e forstoarnen noch fuortlibje koene yn in oar lichem, salang oan't ien kear de hiele wrâld en alle libben yn Rammen opgean soe. Allinne oer ien ding wiene de beide groepen it iens: dat de minske it lijen sa folle mooglik

út 'e wei gean moast en dat er, as it dochs yn syn libben kaem, der sa fier boppe stean moast, dat er it op it lêst net iens mear fielde. Dat it lijen fan dizze tsjintwurdige tiid weifoel by de ivige hearlikheit yn 'e himel, lyk as Paulus learde, dêr koene se fansels net by. Hja soene allinne mar spottend lake hawwe, as de apostel dat tsjin har sein hie....

* * *

It wie yn dizze stêd fan heidenske wysheit, dat Paulus nou it boadskip bringe woe fan it heil yn Jezus Kristus. Fan syn plan om earst goed út to rêsten en op Silas en Timotheüs to wachtsjen, kaem fansels net folle to-rjochte: hy koe ienfâldich net swije fan Jezus en ien fan 'e earste Sneonen spriek er al yn 'e synagoge. De Joaden to Athene wiene net fijannich en lieten him rêstich prate; hy mocht ek oare kearen wer komme, mar hja namen syn wurden ek net oan. En ek de inkelde Griken, dy't nei de synagoge gyngen en yn de iene, wiere God leauden, joegen net om sizzen en bikearden har net.

Nei dy sabbat dwaelde er troch de strjitten fan 'e stêd en oer de wide pleinen en mismoedich seach er nei de prachtige timpels, dêr't de Atheners sa greatsk

op wiene. Hy hie gjin each foar al dy heidenske pronk en sels de hearlikste bylden fan 'e greate kunstners út 'e bloeitiid seine him neat: hy waerd allinne mar bitter as er bitocht, hoe't dit folk har stêd ûntwijde mei al dy deade goaden. Yn himsels telde er de alters, dy't sa mar oan 'e wegen stiene; noait hie er witten, dat der sa folle goaden wiene en hy bisaude him, dat minsken soks bitinke koene en der oan leauden. Doe foel syn each op in alter dat net de namme droech fan in god, mar dêr't mei gouden letters opstie: ‘Oan de ûnbikende God.’ Hja koene dochs noch ris ien forgetten hawwe by dit leger fan goaden! De ûnbikende God! Dy Iene, dy't hja net koene, dy soe er har forkundigje! En wylst er fierder roun, gyng syn gebet omheech ta God, in gebet om wysheit, dat er it rjochte wurd fine mocht en dat dit forbline folk har bikeare mocht en it ivich libben winne....

* * *

De oare deis gyng er nei de merk, dêr't de wiisgearen yn groepen débatearden oer de swiere fragen fan dea en libben; doe't er har hearde koe er him net langer stil hâlde en mei fjûr en gloede joech er him mei yn it petear. De wize mannen seagen út 'e hichte op him del. Wie dat ek al in wiisgear, dy Joad mei syn wrede wurk-hannen? Miende er nou wier, dat hy har hwat nijs fortelle koe, dat er it puntiger en geastiger sizze koe as de wiisgearen fan Athene? En suver hwat meilydsum harken se nei Paulus. Hwa hie der oait fan heard: in god, dy't Jezus hiet en dan iderkear wer dat wurd ‘anastasis’. Opstanning bitsjutte dat, mar hwat bidoelde er dêr mei?

En somliken seine spotsk: ‘Dizze man hat mear fan in hantwurksman wei as fan in filosoof; it hat gjin sin en harkje nei syn praetsjes.’ Mar oaren woene der dochs wol hwat mear fan witte; it mocht dan ûnsin wêze hwat er sei, nij wie it yn elk gefal en hja wiene altyd ré om hwat nijs to hearren. Hja gyngen op Paulus ta en seine: ‘As wy it goed bigrepen hawwe forkundigje jo ús frjemde goaden; meije wy dan witte hwat dy nije lear is, hwant jo hawwe wol inkelde frjemde dingen foar brocht. Dat as jo mei gean wolle nei de Aréopagus....’ En dêrmei namen se him by de hân en laetten him nei in plak, dêr't er better sprekke koe as op it iepen merkplein.

Yn âlde tiden wie de Areópagus in rjochtskolleezje, dat yn 'e nacht oer moardners rjochtspriek, letter hie it gâns ynfloed hawn op it bistjûr fan 'e stêd, mar yn dizze tiid, nou't ek Athene ûnder de Romeinen stie, hie it net folle mear to sizzen. Mar al wie der dan net folle mear oer fan de âlde macht en gloarje, it wurd Areópagus hie foar de Atheners noch altyd in wijde klang en sa'n Joadske reizger mocht bliid wêze, dat er hjir sprekke mocht.

Paulus sels wie yn it minst net ûnder de tsjoen fan dy âlde, hillige namme; dy wiisgearen en rjochters mochten dan tige geleard wêze, as it der op oan kaem wiene it oars net as bline heidenen en hie er meilijen mei har. Mar dat soe er him fansels net skine litte - in Joad dy't meilijen hie mei de wizen fan Athene! - en hy koe har ek net oankomme mei teksten út Mozes en de profeten; hjir moast er hiel oars sprekke as tsjin syn lânslju yn 'e synagoge. Mar hy bitroude fêst, dat de Geast him de rjochte wurden ynjaen soe.

‘Jimme mannen fan Athene’, bigoun er, ‘jim moatte wol bysûnder godstsjinstich wêze, safolle timpels haw ik sjoen yn jimme stêd. Ja, ik haw sels in alter sjoen, dêr't op stie: “Oan de ûnbikende God.” Nou dan, hwat jimme net kenne en dochs forearje, dat wol ik jimme nou forkundigje. Hwant al forearje jimme in great tal goaden, der is dochs mar ien God, dy't de ierde makke hat en alles dat deryn is. Dy God hat út ien minske alle folken makke en sels hat er har in lân jown om yn to wenjen en har tiden en grinzen biskikt en har oplein om Him to sykjen. Yn al dy ieuwen lykwols

hawwe de folken Him net foun, hoewol't Er dochs net fier fan elk fan ús ôf is. Dat hawwe ommers ek in pear fan jimme dichters sein: “Hwant wy binne út syn geslacht.” Mar dy Godheit, dy't ús skepen hat, wennet net yn timpels mei hannen makke en hy is gjin offers brek, dy't minsken him biede....’

* * *

Oan't sa fier hiene de Atheners mei niget harke; it foel har net iens ôf, dat dy Joad sa mei gloede sprekke koe. Ien ding wie yn elk gefal wol wis: hy leaude sels hwat er sei en dat koe men net fan elke reedner sizze! En dat er har dichters lêzen hie, dat pleite dochs wol foar him. Mar fansels, alles hong der fan ôf, hwat er der nou fierder fan makke; it nije moast noch komme.... En wer setten se har ta harkjen en wer klonk it lûd fan 'e apostel oer de skare hinne.

‘....Mar nou, nei al dy tiden, dat de folken him net koene, seit God hjoed de minsken oan, dat hja har bikeare moatte, hwant der komt in dei, dat Er ús allegearre oardielje sil troch in man dy't Er dêr ta útkard hat. Dy man, Jezus, is stoarn, mar Hy hat him opwekke út 'e deaden, dat elk witte soe, dat er gjin gewoan minske is en dat wy yn him leauwe moatte.’

En doe koene de wizen fan Athene har net mear goed hâlde en inkelden laken lûdop. Dit wie hwat nijs, dy eare moasten se dy nuvere sprekker neijaen; allinne mar spitich dat in forstannich minske it net leauwe koe. Mar dat hie men mei sokke ûnbilearde minsken: it bigoun net ûnaerdich en de ein wie bare ûnsin! In oardielsdei!.... In deade, dy't opstie út it grêf! En mei in forachtlik glimke gyngen se har wegen. Noch

in pear wiene der, dy't sels foar sok in Joad oer har fatsoen hâlde woene en seine: ‘Miskien dat wy jo letter noch wol ris oer dy dingen hearre sille’; en doe gyngen dy ek fuort....

Mismoedich bleau de apostel stean. Hy hie sa syn bêst dien en nou wie alles om 'e nocht. Ynienen kaem de ûnwennigens yn him omheech, nei syn freonen, nei it wurk yn Beréa, nei de discipelen to Thessalonika. Hie er dochs op Silas en Timotheüs wachtsje moatten? Wie er to gau bigoun? Of hie er noait nei Athene ta gean moatten, nei dy stêd fan gelearden en filosofen?

* * *

En doe, o wûnder, kamen der dochs noch in pear minsken op Paulus ta en fregen oft er har fierder ûnderrjochtsje woe: syn wurden hiene har yn it hert rekke en hja woene graech mear witte fan Jezus en fan 'e opstanning. De apostel wie oer de mjitte bliid: nou wist er, dat syn wurk to Athene dochs net om 'e nocht west hie en yn 'e dagen dy't folgen, learde er har alles dat hja witte moasten; doe't Timotheüs to Athene kommen wie, waerden se doopt: Dionysius, in rjochter út 'e Areópagus, in frou dy't Damaris hiet en noch in mannich oaren.

Mei nije moed bigoun Paulus it evangeelje to forkundigjen, op sabbat yn 'e synagoge en yn 'e wike op 'e merk. Timotheüs koe der him net mear by helpe, dy wie al gau wer ôfreizge nei Thessalonika, dêr't de gemeente him noch net misse koe en sa kaem it, dat Paulus der wer allinne foar stie. It foel him wol swier en hoe't er ek syn bêst die, der wie net ien mear, dy't syn wurden oannaem: de Joaden yn 'e synagoge harken wol nei him en strieden mei him oer de wet, mar hja leauden net hwat er mei safolle klam bitsjûge, en de Griken yn 'e stêd lieten him stil prate. Sa bleau it by dy inkelde discipelen dy't de doop ûntfongen hiene, in lyts rountsje, to lyts hast om it in gemeente to neamen.

Paulus bigriep, dat it tiid waerd om fierder to gean. Hoe graech de discipelen him noch hwat hâlde woene, it hie gjin sin mear om to Athene to bliuwen; it wie syn ropping om it evangeelje altyd wer fierder to dragen, nei altyd nije plaken en hy soe syn plicht forsomje as er to Athene bleau om dizze lytse groep to learen.

* * *

Sa naem er dan op in goede dei ôfskie fan syn learlingen en allinne, in iensum reizger oer de greate wegen, gyng er de kant op nei Korinthe.

Korinthe
282

Korinthe lei op 'e smelle stripe lân dy't it Noardlik diel fan Grikenlân forbynt mei de Péloponnésus en flak by de havenstêdden Kenchréa oan 'e Egéyske sé en Léchéon oan 'e baei fan Korinthe. Gâns skippen waerden hjir oer de lân-ingte sleept, om't de reis by de Súdlike kapen lâns to lang en to gefaerlik wie en sa wie de stêd it greate steapelplak wurden foar de hannel tusken de Westlike en de Eastlike helte fan it Romeinske Ryk.

Doe't de stêd ûnder Julius Ceasar wer opboud wie, - in ieu to-foaren wie it troch de Romeinen mei de groun gelyk makke - hie er der in great tal kolonisten út Itaelje hinne stjûrd; letter hiene ek gâns Griken der har nei wenjen set en, sûnt de stêd ta bloei kommen wie, ek in moai great tal Joaden, mar it regear to Rome paste der foar op, dat de hege amtners en de magistraten Romeinen wiene. Om't Korinthe

lykwols in echte wurk-stêd wie, wiene fierwei de greatste helte fan 'e ynwenners slaven, dy't oanfierd waerden út alle wynstreken en út alle folken.

Gjin wûnder, dat yn in stêd mei sa'n bûnte bifolking in great tal goaden tsjinne waerden; de timpel fan Artemis stie njonken in Joadske synagoge, der wiene alters foar Romeinske, Grykske en Easterske goaden en de tsjinst fan Aphrodité, de goadin fan 'e Leafde, dy't mei skriklike ûnsedichheit mank gyng, loek gâns folk omfierrens wei. Op it stik fan 'e seedlikheit lei Korinthe dôch al net op in bêste namme en moart en dea-slach en oare ûngerjochtichheden wiene der oan 'e oarder fan 'e dei. Ek de apostel Paulus wist mar al to goed, hwat der omgyng yn dy greate, rûge handelsstêd; nei it stille, deftige Athene, dêr't sels de merk mear fan in kolleezje-seal wei hie as fan in plak om to keapjen en to forkeapjen, moat de foroaring wol great west ha....

* * *

De stêd Korinthe, mei syn ryke keaplju en mei safolle tûzenen slaven, stie net bikend as tige gastfrij, dat de apostel naem him foar om hjir sels de kost to fortsjinjen, lyk as er ek yn Thessalonika dien hie; net ien moast tinke, dat er ien fan 'e Joadske godstsjinst-

learaers wie, dy't doetiids de stêdden ôfreizgen en har geheimlear foar djûr jild oan 'e man brochten. Hy wie noch net lang yn 'e stêd, doe't er yn 'e kunde rekke mei in Joadske hantwurksman, Aquila, dy't mei syn frou Prisca út Rome kommen wie, om't keizer Claudius alle Joaden út 'e haedstêd fordreaun hie; it die bliken dat hja fan itselde fak wiene as Paulus en sa kaem it, dat hja de apostel mei blydskip yn 'e hûs namen en sa wurken se fuortoan meïïnoar. Paulus wie der tige bliid om: Aquila, dy't al hwat thús wie yn Korinthe, koe fansels har wurk better kwyt wurde as hy, dy't folslein frjemd wie yn 'e stêd.

Mar net allinne om't hja fan ien ras en fan itselde hantwurk wiene, koene se it tige fine mei syn trijen, mar doe't Paulus har de Skriften útlei en har Jezus forkundige, namen Aquila en Prisca daliks it evangeelje oan en sûnt dy dei libben se tige mei yn syn wurk en holpen se him sa folle mooglik. It wie foar de apostel in greate treast, dat er sa'n gastfrij hûs ta syn foldwaen hie en twa sokke trouwe helpers, foaral om't Timotheüs en Silas noch net werom wiene út Macedonië.

Fuort de earste sabbat gyng er mei har nei ien fan 'e synagogen en bigoun foar de Joaden en de heidenen dy't der wiene de Skriften út to lizzen. Hy die tige syn bêst om de harkers to oertsjûgjen, mar it gyng krekt as to Athene: hja lieten him wol prate en founen it wol goed, dat er de oare Sneons wer kaem, mar hja namen syn wurden net oan.

In wike of hwat gyng dat sa troch mei fûle debatten en Paulus bigoun suver moedeleas to wurden. Yn Athene hie er mar inkelden winne kinnen en hjir soe it ek net folle wurde, dat murk er al wol. Hja soene him wis net lang mear fordrage en him miskien wer de stêd útdriuwe; allinne God wist hwat him noch to wachtsjen stie.

* * *

It wie yn dy tiid dat Silas en Timotheüs to Korinthe kamen mei goede birjochten fan 'e gemeenten fan Thessalonika en Beréa. Paulus wie tige bliid, dat hja wer by him wiene en dat it yn Macedonië sa goed gyng. Hy hope altyd dat er dêr sels ek nochris wer komme soe, dat er nochris ien kear foar har sprekke mocht, noch ien kear mei har it nachtmiel brûke, noch ien kear mei har prate. Sokke greate, bloeijende gemeenten wiene it en hja hongen sa oan him; it forskil wie wol great mei Athene en Korinthe!

Mar sa mocht er ek wer net. Dy't de hân oan 'e ploech slein hat, mei net omsjen nei hwat achter is. Syn wurk wie nou to Korinthe en it wie al in greate treast, dat syn helpers wer by him wiene. Dat mei greate iver en mei noch mear gloede bigoun er yn 'e synagoge de Skriften út to lizzen en to forkundigjen dat Jezus de Messias wie. De Joaden lykwols leine der tsjin yn en doe't hja it net winne koene, bigounen se de namme fan Kristus to lasterjen. It gyng sa fier, dat Paulus en syn freonen it net mear fordrage koene; hja riisden oerein en wylst hja har mantels foar beet krigen, skodden se har klean út en seine: ‘As jimme foar ivich forlern geane is it ús skuld net: jimme bloed mei op jim eigen holle delkomme; mar wy doare nou mei in suver gewisse ta de heidenen gean.’ Doe gyngen se tusken de rigen troch nei de doar en de strjitte op; it waerd ek heech tiid, hwant de Joaden wiene op it djipst misledige en koene mei muoite de hannen thúshâlde.

Paulus hie dat nou wol sein, dat er to-nei ta de heidenen gean soe, mar hy wist sels net hoe't it moast: bûten koe it net yn dizze drokke, biweechlike stêd en yn 'e synagoge mocht er fansels gjin foet mear sette. En doe kaem der sa mar ynienen útkomst, fan in kant dêr't er it net fan forwachte hie; in Gryk, Justus, dy't trou yn 'e synagoge kaem en de apostel al faek heard hie, bea him syn hûs oan om der to sprekken. Paulus naem it fansels daliks oan en sûnt seagen de forgrime Joaden

him alle sneonen, en soms op oare dagen, nei Justus ta gean, dy't flak nêst de synagoge wenne. As hja it oandoarst hiene, soene se him fêst by de magistraten oanklage hawwe, mar hja fortrouden it net; de rjochters wiene Romeinen en hiene it nou ienris net op Joaden stean.

Har grime waerd noch helte greater, doe't it útkaem, dat de foarsitter fan it synagoge-bistjûr, Crispus, ek yn Jezus leaude en mei syn hiele hûs de doop bigearde. Foar Paulus wie it in greate dei, doe't er sels it sakramint bitsjinne oan de hiele húshâlding fan Crispus; it wie oars syn wenst net om to dopen, mar yn dit gefal makke er in útsûndering. Der waerd fansels drok oer dizze bikearing praet en de leden fan 'e synagoge keazen daliks in nije président, Sosthenes, mar ek dy koe net forhinderje dat forskate Joaden en Griken nei Paulus gyngen en har dope lieten.

Troch al dy dingen waerd de forhâlding der net better op en Paulus wie bang, dat it de iene of oare dei ta in útbarsting komme soe. Sa faek hiene syn folksgenoaten him al fordreaun út in stêd dêr't er mei ynmoed arbeide; it lei him by, dat it ek hjir wer sa komme soe. It binaem him soms suver de moed en hy liet it earnstich yn him om gean, oft it net better wie en gean yntiids fuort. Net dat er bang wie foar slaggen, of foar de dea, mar it wurk koe der tiden troch opkeard wurde en dat mocht net.

Mar doe't de apostel omroun mei plannen om fierder to tsjen, kaem de Heare him foar en lei him op om to bliuwen. Op in nacht sei Er yn in fisioen tsjin him: ‘Wês net bang Paulus, hâld net op mei sprekken, hwant Ik haw gâns folk yn dizze stêd, dy't it Wurd

noch hearre en har bikeare sille. Swij dan net, mar sprek mei alle frijmoedichheit, hwant Ik bin mei dy en gjin ien sil de hân nei dy útstekke om dy kwea to dwaen.'

Doe't Paulus wekker waerd, tilde him it hert fan blydskip: nou doarst er alles wer oan en noch dyselde deis bigoun er mei nije moed. En alles, ek it swierste, foel him licht, nou't er wist, dat God him seingje soe. Der folgen wiken en moannen, dat er him gjin rêst gunde; deis en soms ta de joun út wurke er mei de hannen yn it hûs fan Aquila en alle tiid dy't er oer hie, forkundige er it wurd. Al mear minsken founen it paed nei it hûs by de synagoge, al mear heidenen lieten har dope. Der wiene net folle riken by, mar it greatste part wiene slaven, minsken dy't in swier libben hiene en mei greate langst útseagen nei in oare, better wrâld. Sa groeide de gemeente to Korinthe aloan, mar ek yn oare stêdden yn 'e omkriten brochten de Kristenen it evangeelje en yn 'e oardeljier dat Paulus der arbeide, hearde hiel Grikenlân it boadskip fan Jezus Kristus. Yn al dy tiid diene de Joaden mar ien kear in oanslach op 'e apostel en dy roun ek noch op in mislearring út.

* * *

It wie yn 'e foarsimmer fan it jier 51 of 52, dat der in nije pro-consul kaem yn 'e provinsje, dêr't Korinthe de haedstêd fan wie. Hy wie net de earste de bêste, dizze Gallio; syn broer, de greate wiisgear Seneca, wie de freon en learmaster fan de jonge Nero en forkearde meast to Rome en ek Gallio sels hie mear fan in filosoof as fan in magistraet. Hy wie ek yn it minst net greatsk op syn wichtich amt en foar it drokke, rûge folk yn 'e greate stêd hie er oars net as forachting oer. Der kaem noch by, dat er net sterk wie en min oer it klimaet fan Korinthe koe, dat hy fielde der neat foar om it himsels ûnnedich drok to meitsjen.

Hy wie noch net lang yn 'e stêd, doe't de Joaden fan 'e synagoge in plan makken om Paulus de stêd út to krijen en in ein oan syn wurk to meitsjen. It like har net iens sa slim ta; om de iene of oare reden tochten se dat de nije pro-consul har wol to wille wêze soe. Dat op in kear, doe't de apostel wer stie to sprekken, gyngen se mei man en macht op him ta, pakten him oan en sleepten him mei gâns gerop en gebear foar de rjochterstoel fan Gallio. It waerd in hiel trelit en in hiele skare Griken roun mei om to sjen, hoe't dit ôfrinne soe. Hja formakken der har yn it foar al oer, dat dy frjemde Joad in fikse ôfstraffing krije soe.

* * *

Mar it roun hiel oars as de Jogden en de Griken tocht hiene. As der ien ding wie, dêr't de nije proconsul in hekel oan hie, dan wie it wol oan sa'n opskuor op strjitte. Soks koe men nou forwachtsje yn in stêd as Korinthe, mei safolle slaven en lytse boargers! En dan dy Joaden! Hwat hie syn broer der ek wer fan sein yn ien fan syn boeken? 'Dat misdiedich folk kringt him oeral yn en wol altyd oer oaren hearskje....' Sa wie it nammers krekt, mar as hja mienden dat hja him, Gallio, oer koene, dan hiene se it wol fier mis!

Koart frege er hwat hja woene en hwat dy man dien hie. De Joaden rôpen driigjend: 'Dizze Paulus is in Joad en as sadanich stiet er ûnder biskerming fan 'e Romeinske wet, hwant Claudius hat ús yn it jier 43 frijheit fan godstsjinst jown. Mar nou leart Paulus it folk, om God to forearjen op in wize dy't tsjin ús Joadske wetten is, dat nou is er gjin Joad mear en dus hat er ek net langer rjocht op biskerming troch it Romeinsk bistjûr. Hwant dy godstsjinst dy't hy oanhinget is hwat nijs en is net talitten by de wet fan 'e keizer. Syn hiele lear giet dus tsjin de keizer yn en it wurdt heech tiid, dat him it sprekken forbean en dat er finzen nommen wurdt.'

Gallio seach út 'e hichte op 'e Joaden del. It gyng dus om 'e fraech oft dy Paulus noch by de synagoge hearde of net en oft er al of net de wet fan Mozes hâldde! It soe wol in tige nijsgjirrige kwesje wêze, mar hy soe der syn holle net mei brekke yn 'e hitens! Sok ding mochten se ûnderinoar útmeitsje, dêr stie hy, de pro-consul boppe. Hy koe der ienfâldich net by, dat hja him mei sokke dingen-fan-neat lestich foelen! O, en dêr frege dy Paulus ek noch it wurd! As er der net daliks in ein oan makke, koe it ûren duorje.

En lûd en strang spriek er: ‘As der sprake wie fan in moart, of fan rôf, of fan in oare misdied, o Joaden, dan soe ik jimme oanhearre en de saek yn bihandeling nimme. Mar nou't it giet oer in wurd en oer in namme en oer striidfragen oangeande dy wet fan jimme, nou kin ik gjin útspraek dwaen; dit moatte jim sels mar útfjochtsje!’ De Joaden stiene forslein, doe't Gallio bidaerd wer sitten gyng, net oars as wie de saek hjir mei ôfdien. Dat koe er dochs net miene? Hja skouden har lieder, de nije synagoge-présidint, nei foaren; dy moast de saek peijer útlizze en dy greatske Romein oan it forstân bringe, dat hja har sa net ôfskepe lieten.

* * *

Gallio seach binijd op 'e forgrime Joaden del. Hja hiene fêst noch net goed heard, hwat er sein hie! En dochs hie er dúdlik genôch west, miende er. Hy soe har de eare net oandwaen en siz itselde jitris. Der wiene oare middels om dit dôfhûdich folkje fatsoen by to bringen. ‘Liktoaren!’ De roededragers kamen nei foaren, de hurde kneppel yn 'e fûst, en setten har yn postuer. ‘Meitsje it plein rom’, wonk er. Hy hoegde it net twa kear to sizzen: de roeden kletsten del op koppen en skouders en yn in telmannich wie it wide plein rom. Allinne Sosthenes koe der noch net ta

bislute om fuort to gean; hy hie noch hoop dat er dochs noch oan it wurd komme soe....

En doe ynienen kaem de hiele troep Griken op him los. Hwat miende dy bretale Joad wol? Ynpleats fan in earnstige saek, foelen se de pro-consul lestich mei har wetten en foarskriften! Net iens in fikse giseling foel der to sjen en dêr wiene se nou om út har wurk roun! Mar hy soe ha hwat him takaem! En allegearre meiïnoar foelen se op him oan en joegen him in wan bruijen lyk foar de rjochterstoel; it holp net dat er jammere en om genede rôp, de slaggen dy't er Paulus tatocht hie, kamen nou op syn eigen holle del. Hy seach wanhopich op nei de pro-consul, mar Gallio foroare der him net om: hy wist net hwa't er mear forachte, dy jammerjende Joad of dat oerstjûre folk fan Korinthe, dy't har opwounen om neat....

* * *

De apostel Paulus wie al net mear op it plein; doe't Gallio syn liktoaren op 'e Joaden lossloegen, wie er rêstich fuortgien en der wie net ien dy't in hân nei him útstiek. De oare deis stie er wer to sprekken yn it hûs fan Justus.

Apollos
283

Doe't Paulus oardel jier yn Korinthe west hie, naem er om de iene of oare reden it bislút om nei Jeruzalem ta. Syn wurk to Korinthe wie ôfroun; moannen oanien hie er de gemeente leard, der wiene âlderlingen en diakens oansteld en it evangeelje wie út dizze drokke stêd wei yn hiele Grikenlân bikend wurden, dat nou moast er wer fierder om it wurd ek yn oare streken to bringen. Net dat alles yn 'e tsjerke fan Korinthe al wie sa't it hearde: it wie nou ien kear gjin maklik folk yn dizze stêd-fan-slaven en sels minsken dy't it ynmoed wie mei har leauwe yn Kristus, lieten har maklik forliede ta sûnden, of harken nei allerhanne dwaellearaers. Mar dochs doarst er nou fuort to gean: hysels koe har dochs net biwarje, dat moast er oan God oerlitte. En bûtendat: Silas en de oaren bleauwen noch en koene lieding jaen as hy der net wie.

Om't der doetiids gjin fêste boattsjinsten wiene, koene se net fan to foaren it hiele reisplan opmeitsje, mar omdat der noch al gâns forkear wie nei Efeze, in greate stêd oan 'e oare kant fan 'e Egéyske sé yn 'e provinsje Asia, like it Paulus it bêste ta om dêr earst mar hinne. It hie ek noch foar, dat er dan alteast it earste ein selskip hie: Aquila en syn frou wiene ek fan doel om nei Efeze ta.

* * *

En sa gyngen se dan op in iere moarn de poarte út, it Easten yn, nei de havenstêd Kenchréa. Hjir liet Paulus syn hier koartknippe, dat tige lang wurden wie, hwant hy hie in gelofte dien, dat er syn hier net knippe soe, ear't er feilich en wol út Korinthe wie en doe hiene se alle tiid om om to sjen nei in skip, dat nei Efeze moast.

It duorre net lang of hja founen in skip en sa bigoun de lange, ûngeryflike reis op in frachtboat, in reis dy't de ûngeduldige apostel wis lang fallen is. Yn Efeze bleau Paulus net lang, mar der foel dochs in sabbat yn de dagen, dat er dêr wie en hy gyng fansels daliks nei de synagoge. It waerd in goede dei: de Joaden wiene net fijannich en stiene der sels op oan, dat er noch in wike-of-hwat bliuwe soe, mar de apostel liet him net biprate. ‘Ik haw nou gjin tiid’, sei er, ‘mar as God it wol, kom ik sa gau mooglik werom.’ Doe naem er freonlik ôfskie en in pear dagen letter wie er

al op sé. De reis nei Caesaréa duorre wiken en wiken, en dêrwei makke er in tocht nei Jeruzalem. Fan Jeruzalem, dêr't er mar in koart skoft wêze koe, triek er nei Antiochië yn Syrië, de gemeente dy't him útstjûrd hie: foar Paulus wie de twadde sindingsreis oan 'e ein en koe de tredde bigjinne.

Net lang nei't Paulus de greate reis nei Jeruzalem en Antiochië oangien wie, kaem der wer in Joadske godstsjinstlearaer yn Efeze. It wie in man út Alexandrië yn Egypte, in greate stêd, dy't bikend wie om syn handel, mar net minder om syn wittenskip en dêr't in great tal Joaden wenne. Yn dizze stêd hie Apollos studearre, net allinne yn 'e Skriften fan it Alde Testamint, mar ek yn 'e boeken fan 'e Grykske dichters en wiisgearen, dat hy koe net allinne yn 'e synagoge de Joaden to wurd stean, mar hy wie ek in master yn 'e kunst fan it débattearjen. As hy spriek hong in sealfol minsken oan syn lippen en sels yn 'e synagoge, dêr't it fakenfolle roerich wie, foel in djippe stilte, as hy it wurd hie: Joaden en Griken, âlden en jongen, gelearde en ienfâldige minsken harken yn greate oandacht.

De Sneons dat de jonge sprekker foar it earst yn 'e synagoge to Efeze learde, wiene ek Aquila en Prisca bywêzich en hja wiene tige binijd, hwat er der fan meitsje soe. Der waerd forteld, dat er net allinne in bêste sprekker wie, mar dat er ek nije dingen foarbrocht, hiel oars as de measte learaers en mear yn 'e geast fan Paulus. Apollos hie noch net lang sprutsen, of hja wisten dat de minsken neat to folle sein hiene; hy spriek mei gloede en fjûr oer Johannes de Doper en rôp syn harkers op om har to bikearen. En net allinne oer de Doper spriek er, mar hy wist sels, dat Jezus kommen wie en dat dy mear wie as Johannes. De minsken yn 'e synagoge harken tige, doe't er it hie oer de wurden fan Jezus en oer de prachtige gelikenissen en doe't er ophâldde fan sprekken, wiene se tige foldien.

Mar Aquila en syn frou hiene yn 'e taspraek fan Apollos it fornaemste mist: de offerdea fan Kristus, syn opstanning fan 'e deaden en de jefte fan 'e Hillige Geast; hy hie neat sein dat net wier wie, mar it wie net mear as de helte fan 'e wierheit. Hja fielden beide, dat it sa net bliuwe koe: it wie har plicht dizze jongeman Gods wei dúdliker en klearder út to lizzen. It koe wêze, dat er it net fan har oannimme woe, - hja wiene mar gewoane hantwurkslju en hy in geleard en boeijend sprekker! - mar it lei yn elk gefal op har wei om it to bisykjen. En dan: soe in man dy't sa fêst yn God leaude en sa mei fjûr oer de Doper spriek, ek net harkje wolle nei har ienfâldich wurd? Dat hja gyngen biret op him ta en fregen oft er mei har nei hûs woe om noch fierder to praten oer it wurk fan Jezus. Apollos wie daliks ré om mei: hy wie alhiel net greatsk en it kaem net by him op om to tinken dat dy twa ienfâldige minsken to min wiene foar in man as him.

En sa sieten se dy jouns mei syn trijen yn it needrich hûs fan Aquila en praetten oer alles dat forbân hâldde mei it wurk fan Jezus. It wie foaral Prisca, dy't oan Apollos útlei, hoe't de Heilân stoarn wie oan it krús en hoe't er mei syn bloed bitelle hie foar alle sûnden fan syn folk en dêrnei fortelde se fan 'e opstanning en fan 'e himelfeart en foaral fan it Pinksterwûnder. Uren duorre dat petear yn 'e skymrige keamer by it walmjend oaljelampke, en al dúdliker seach de gelearde de wei fan God foar him. Teksten, dy't er hûndert kear opsein hie, waerden him nou foargoed helder en hy seach nou yn, dat al de boeken fan it âlde Testamint fol wiene fan Jezus. Doe't er, let yn 'e nacht, nei hûs gyng, de donkere strjitten troch, tilde syn hert fan blydskip. Noait soe er dizze wûndere joun forjitte en hwat er to tankjen hie oan dizze beide minsken....

Apollos hie him foarnommen om oer to farren nei Grikenlân en doe't Aquila en Prisca fan syn plannen hearden, founen se it tige goed. Der wiene discipelen út Korinthe to Efeze kommen en dy hiene forteld, dat de Joaden it de jonge gemeente noch tige lestich makken. Net dat hja de learlingen op 'e iene of oare wize forfolgen, - dat doarsten se net to weagjen nei dat frjemd aventûr foar Gallio! - mar hja sprieken iderkear yn it iepenbier tsjin de lear fan it evangeelje en nou't Paulus der net mear wie, lieten inkelden der it ear nei hingje. It like Aquila en Priscilla ta, dat net ien better as Apollos dy Joaden fan antwurd tsjinje koe en mei in brief oan 'e gemeente fan Korinthe stjûrden se Apollos der hinne. Letter hearden se dat er yn Korinthe tige goed wurk dien hie, en dat de Joaden net tsjin him op koene.

Sa soarge God de Heare foar syn tsjerke yn Grikenlân, ek doe't syn tsjinstfeint Paulus der net mear wêze koe.

Efeze
284

Paulus wie nei syn twadde sindingsreis noch in skoft to Antiochië bleaun en wie doe, by de stêdden lâns dêr't hy en Barnabas op har earste reis gemeenten stichte

hiene, nei Efeze reizge. Sa kaem er dan, lyk as er yn 'e synagoge oan 'e Joaden biloofd hie, foar de twadde kear yn 'e greate, drokke havenstêd.

Ek yn Efeze wiene yn dy tiid gâns timpels fan Grykske en Romeinske goaden, mar net ien derfan wie sa forneamd as de prachtige timpel fan 'e goadin Artemis, dy't wol yn forbân brocht waerd mei de Romeinske goadin Diana, mar dy't yn wêzen oars net wie as de âlde Astarte fan Foenicië. Yn âlde tiden waerd yn dit godshûs in hillige beam foreard, mar yn 'e tiid fan Paulus stie der in wûnderlik byld, dat, nei't de preesters seine, út 'e himel fallen wie. It wie in great gebou, dy timpel fan Artemis, mear as hûndert meter lang en in sawntich meter breed en der stiene hûndert acht en tweintich prachtige pylders yn, dy't sa'n tweintich meter heech wiene. Ut alle stêdden yn 'e omkriten, mar ek út oare lannen, kamen de tsjinners

fan Artemis mei har offerjeften en it wie de mannen fan Efeze wol tabitroud om dêr in fikse winst út to slaen: hja forkochten sulveren modellen fan 'e timpel, mar ek tsjoendersboeken, mei krêftige - en foaral prizige! - spreuken.

Bihalve de timpel wie ek de skouboarch tige bikend: it wie boud tsjin de helling fan in berch oan en út 'e marmeren banken wei, hiene de minsken in prachtich útsjoch oer de blauwe sé; it wie sa great dat der in fiif en tweintich tûzen bisikers yn koene. Fierder wie der yn 'e stêd noch in gebou foar musyk en in gymnasium foar de sport, wylst ek in timpel foar de Keizer net ûntbriek, likemin as yn oare haedstêdden fan 'e provinsjes. In man dy't in wichtige rol spile by de keizersfeesten en dy't opperpreester wie fan 'e keizertimpel, wie de Asiarch; hy hâldde syn hege funksje mar ien jier, hoewol't er ek nei dy tiid noch wol ynfloed hie en ek noch by syn titel neamd waerd. In tige heech bistjûrsamtner wie fierder noch de stêdsskriuwer, dy't de lieding hie fan it regear en foarsitter wie fan 'e folksforgearring, dy't op fêste tiden gearkaem yn 'e skouboarch.

* * *

Paulus bigoun syn wurk to Efeze yn 'e synagoge en foun dêr fuort yn it bigjin al in groep minsken, dy't tige ticht by him stiene en dy't harsels ek discipelen neamden. Hy frege har, hoe't hja ta it leauwe kommen wiene en oft hja de Hillige Geast al ûntfongen hiene. De tolve mannen seagen him forheard oan. ‘Wy witte, dat de Doper sprutsen hat fan 'e Messias, dy't de minsken dope sil mei de Hillige Geast, mar wy hawwe net heard dat de Geast der al is.’ Paulus frege: ‘Mar hoe kin dat, as jim dochs doopt binne?’ en hja seine: ‘Dat wie mei de doop fan Johannes: ien fan 'e learlingen fan 'e Doper hat ús ûnderrjochte en dêrnei doopt.’

Fansels bigoun de apostel har doe neijer to ûnderwizen; hy learde har, dat de doop fan Johannes syn tiid hawn hie en dat nei de profeet de Iene kommen wie, dy't de sûnden fan syn bern weinimme koe. Dat dy doop fan harres wie nou net mear genôch: hja moasten op 'e nij doopt wurde, nou yn 'e namme fan Jezus. De mannen wiene bliid, dat hja alles nou safolle better wisten en lieten har daliks dope; doe't Paulus har letter de hannen oplei, kaem de Geast op har en profetearren se en sprieken mei frjemde tongen.

Sa wie der fuort by it bigjin al in lytse groep discipelen en mei noch mear moed spriek en débattearre er yn 'e synagoge, net allinne op 'e sabbat, mar ek wol yn 'e wike. De Joaden to Efeze lieten har net sa mar oertsjûgje en Paulus die alle war om har to winnen; soms roun it út op in hertstochtlik en skerp débat, mar hja kamen net byinoar. De apostel hâldde har foar, dat der oars gjin heil wie as yn Jezus Kristus; de oaren leine der tsjin yn, dat de Nazarener, dy't stoarn wie oan it krús, noait de Soan fan God en de Forlosser fan Israël wêze koe! It duorre folle trije moanne, dy striid yn 'e synagoge en doe't inkelden yn it iepenbier bigounen to lasterjen en kwea sprieken fan 'e discipelen, bigriep Paulus dat er oare wegen gean moast: mei in lytse groep fan syn learlingen briek er mei it synagoge-formidden en stichte er in gemeente. Fan nou ôf oan soe er ûnder de heidenen wurkje, ek al bleau elke Joad dy't him bikeare soe, tige wolkom.

Mei't er nou net mear yn 'e synagoge kaem, miste Paulus in gaedlik plak om to sprekken en to learen, mar ek dat kaem al gau foarinoar. In Grykske wiisgear, in man dy't Tyrannus hiet, hie in greate seal ta syn foldwaen, dêr't er yn it moarnsskoft lessen joech en hy wie genegen om de seal middeis to forhieren. Fansels wie de gleone middei, as alle fatsoenlike minsken in sliepke namen, net de bêste tiid om gear to kommen, mar Paulus wie al sa bliid, dat er plak hie, dat er it ûngeriif net

telde: foar de saek fan it evangeelje hie er wol hwat switdrippen oer en dy't it ynmoed wie om it wurd to hearren, dy bleau om 'e waermte net wei!

It wurk fan 'e apostel waerd oan alle kanten seinge: in great tal Griken liet har dope en Paulus koe sels wûnders dwaen en forskate siken genêze. It barde sels wol, as er it to drok hie om nei de siken ta, - bihalve it wurk yn 'e seal fan Tyrannus moast er moarns en jouns noch skreppe om 'e kost to fortsjinjen! - dat hja him om in doek of in stik klean fregen, dy't er droegen hie en dy op 'e siken leine en dan waerden de kwalen better en de démonen útdreaun. Dat it wie gjin wûnder, dat ek út oare stêdden de minsken by him kamen en dat der ek bûten Efeze bloeijende gemeenten kamen.

* * *

It barde op in kear, dat der in groep Joadske duvelbanners to Efeze kaem, sawn soannen fan Sceva, in man út 'e famylje fan 'e hegepreester to Jeruzalem. Sokke geastebanners wiene der doedestiids wol mear yn Israël; ek yn 'e tiid dat de Heare Jezus op ierde wie, gyngen se it lân troch en de Heilân hie der noait kwea fan sein: it koe net forkeard wêze as immen de striid tsjin de Kweade oangyng en de minsken forloste út 'e macht fan Satan. It wie sels bard, dat de discipelen sa'n man forbean hiene om syn wurk to dwaen en dat Jezus der har in forwyt fan makke en sei: ‘Forbied it net, hwant elk dy't net tsjin ús is, dy is foar ús!’

Dat it wie yn it minst net forkeard, dat de sawn Jeruzalemmers bisochten om ek yn Efeze de kweageasten út to wijen, allinne de manear dêr't hja it op dwaen woene, wie net goed en makke dat it op skea

en skande útroun. Hja hiene heard, dat Paulus ek démonen útwurpen hie en dat net mei allerhanne biswarringen, lyk as hjasels it diene, mar mei in simpel bifel yn 'e namme fan Jezus. Dêr hiene se djip oer neitocht en hja hiene meiïnoar ôfpraet, dat hja it ek ris mei dy wurden bisykje soene. Dat in man as Paulus allinne wûnders dwaen koe troch syn leauwe yn Jezus Kristus, dêr bigriepen se neat fan; foar har wie de apostel oars net as in great duvelbanner, dy't it fierder yn 'e kunst brocht hie as hja en dêr't hja noch wol hwat fan leare koene. Hja wisten neat fan Jezus ôf en hiene ek gjin langst om hwat fan him to witten to kommen, mar as syn namme holp tsjin 'e démonen, dan koene se dy al sachts brûke! Holp it net, dan koene se altyd noch wer op har eigen formules weromkomme en minder soe it der yn elk gefal net fan wurde! It hoegde fansels ek net daliks yn it iepenbier bisocht to wurden....

Doe't der dan op in goede dei in man by har brocht waerd, dy't yn 'e macht fan in démon wie, namen se him mei yn 'e keamer en diene de doar ticht. It wie in foarse, sterke keardel, mar hy waerd deadlik bang doe't dy sawn mannen mei har dûnker burd op him ta kamen yn dy bisletten romte. Hy hime en rôlle de fûsten op. En doe, lûd yn 'e stille keamer, sei in twingende stim: ‘Ik biswar dy yn 'e namme fan dy Jezus, dy't Paulus forkundiget, gean út dizze man.’ It wie de démon sels, dy't antwurde troch de mûle fan syn slachtoffer: ‘Jezus ken ik en Paulus wit ik fan, mar mei jimme haw ik neat to meitsjen.’ En ear't hja der sa gau erch yn hiene, sprong de man op har ta en sloech der op los mei syn hurde fûsten. It waerd in wyld trelit yn dy inge keamer en it like wol oft de kweageast de man boppeminsklike krêften joech. De sawn bruorren fochten foar har libben: mei syn twaën of trijen hongen se oan him, mar hy skuorde him los en smakte se tsjin 'e muorre. As de moker fan in smid, sa swaeiden syn sterke earmen, hy sloech se dêr't er se reitsje koe en doe't er bloed seach, waerd er noch helte wylder. Hja bigriepen, dat hja it net fan him winne koene en bisochten de doar iepen to krijen; doe't it har lang-om-let slagge wie, sieten se ûnder it bloed en wiene har de klean fan 'e lea skuord. Biskamme en bang sochten se in feilich hinnekommen.

Fansels waerd dizze frjemde histoarje de hiele stêd troch bikend en Joaden en Griken kamen der fan ûnder de yndruk. Nou wie it dúdlik, dat Paulus dochs hwat oars wie as in gewoane duvelbanner en dat de Jezus, dy't hy forkundige, machtigernôch wie om foar de eare fan syn namme op to kommen. It gefolch wie, dat der noch mear minsken nei Paulus gyngen as er spriek yn 'e seal fan Tyrannus en dat der wer forskate doopt waerden.

Der wiene ek minsken by, dy't har foar dy tiid mei tsjoenderij ophâlden hiene en dy't boeken makken of forkochten mei allerhanne spreuken en formules. Der wiene boeken dêr't yn biskreaun stie, hoe't elk syn takomst ôflêze koe út 'e stjerren, hoe't de minske macht krije koe oer de natuer en oer de démonen en oare, dêr't krêftige flokspreuken yn stiene. Nou't hja by de gemeente hearden en doopt wiene, leauden se fansels net mear oan dy dingen en woene se der ek net mear oan fortsjinje; dy't yn Jezus leaude, koe net langer heidenske boeken forkeapje. Hja kamen allegearre byinoar en smieten de boeken en de papieren op in heap; doe stieken se der de brân yn en seagen, hoe't alles oan jiske tarde en der wie net ien dy't der spyt fan hie, al gyng der foar wol fiif en tweintich tûzen goune yn flammen op. Nei al de jeften, dy't hja eartiids de ûngoaden brocht hiene, brochten se nou mei in bliid hert dit greate offer oan 'e God fan himel en ierde.

* * *

Ek nei dizze dingen woechs it wurd des Heare yn 'e provinsje Asia en joegen der har aloan mear by de gemeente.

‘Noed om alle gemeenten...’
285

En dochs, by alles dêr't er bliid om wêze koe, en by alle seine dy't God op syn wurkjen joech, wie it wier net allinne freugde, dat Paulus to Efeze bilibbe. En it slimste wie noch net iens, hwat de fijannen him oandiene, al hoe swier dat ek to dragen wie, mar oan ien wei siet er yn noed oer de gemeente fan Korinthe. Hwant it wie net sa, dat de apostel allinne mar noed stie foar de discipelen op it plak, dêr't er op dat pas arbeide: ek alle oare gemeenten, dy't er sa foar en nei stichte hie, leine him nei oan it hert. Der gyng gjin dei foarby dat er net oan har tocht, dat er net om har wraksele yn it gebet, dat er net hope op birjocht. En mar in inkelde kear kamen der boaden mei tiding út in fiere stêd, of brocht in reizger in brief, dy't tiden

en tiden ûnderweis west hie. Soms wiene it goede birjochten en tanke er God foar sok in forkwikking; meastal lykwols wiene it klachten oer forfolging en ôffal of fragen oer allerhanne kwesjes fan lear en libben.

Dan moast er by al syn drokke wurk noch weromskriuwe en syn bern-omfierrens rie jaen en treast, mar it wie him noait to folle en elke brief bigoun stéfêst mei in blide groetenis en in wurd fan tank oan God, dy't har it leauwe jown hie. Hy skreau ornaris net sels: dat tekenjen fan al dy lytse letters gyng him net sa maklik ôf en syn fingers stiene krom fan it wurkjen en wiene net wend om 'e fine skriuwstift to hantearjen; dêrom skreau ien fan syn helpers it foar him op en hy diktearre. Sokke tiden libbe er alhiel mei yn 'e noeden en soargen fan syn gemeenten en forgeat er alles om him hinne; it wie oft er by har siet yn 'e keamer en hy spande him op it úterste yn om har to treasten en in antwurd to jaen op har fragen. En oan 'e ein, as er alles sein hie hwat er op it hert hie, dan naem er dochs noch sels de pinne op en wylst in glimke loek om syn strange mûle, skreau er noch in mannich wurden: in lêste winsk, in groetenis, in heilbea. ‘De groetenis fan my, Paulus, mei myn eigen hân.’ Soms trillen de hannen him en waerden it greate, knoflige letters, sa bryk, dat er der sels om laitsje moast. Lyk as doe't er de Galaten skreaun hie: ‘Sjoch, mei hwat greate letters ik jim nou sels noch skriuw.’ Mar hy die it altyd wer, by elke brief, hwant it wie tagelyk in teken, dat it werklik in brief fan him wie. In segel hie fansels makliker west, mar hy hie gjin jild foar in djûre segelring....

* * *

En sa hie er it altyd drok: mei de forkundiging yn 'e seal fan Tyrannus, mei syn hantwurk en dan mei al dy brieven. Mar hy klage net; it wie him in freugde har to treasten en to ûnderrjochtsjen, al dy gemeenten yn Asia en Macedonië. Hy koe se allegearre noch hast foar him krije: âlden en jongen, mânlju en froulju, Joaden en Griken, learlingen fan 'e earste en 'e twadde reis. En allegearre hie er har sels foar Jezus woun en hiene se op syn wurd it evangeelje oannommen: allegearre wiene se syn bern-yn-Kristus.

Syn bern.... Hy hie noait troud west en hy wist net hwat it wie om sels bern to hawwen, mar it muoide him net. De soarch foar in frou en foar bern soe him mar bihindere hawwe yn syn wurk. It spande der nou soms al om, dat er de kost fortsjinje koe by alles, dat er oars to dwaen hie, lit stean as er ek noch foar in húshâlding soargje moast. En dan syn reizen! Hoe soe er oait sa lang fan hûs kinnen hawwe, as earne in frou op him wachte? Petrus, dy wie wol troud en dy naem syn frou mei, as er by de gemeenten lâns gyng, mar dat wie hwat oars: dy swalke net fan stêd nei stêd en waerd net opjage fan it iene plak nei it oare. Dêr't hy, Paulus, kaem, wie gjin gemeente om him to ûntfangen, dêr wachte him de striid yn 'e synagoge, de spot fan 'e heidenen en, soms, de roede fan 'e liktoaren en it tichthûs. Hy soe it noait in minske kwea ôfnimme as er troude, mar hy wie bliid, dat hysels frijman wie en gean koe dêr't er woe! Hy hie sa al genôch oan 'e holle, mei al de gemeenten. En wer tocht er oan Korinthe, dêr't it net gyng, sa't er forwachte en hope hie....

* * *

Tusken Korinthe en de stêd Efeze wie yn dy tiid in drok forkear en sa kaem it, dat Paulus goed op 'e hichte wie fan hwat dêr barde. It wie noch altyd in greate gemeente en der wiene gjin fijannen dy't har lestich foelen of forfolgen, mar yn it formidden fan 'e bruorren sels, wiene allerhanne misstannen. Hy hie fuort in brief skreaun om har to warskôgjen, in brief dy't alhiel net út 'e hichte wie en net to strang, al hie er

dan yn kleare wurden sein hwat har plicht wie en dat it to-nei oars moast. Lang hie er útsjoen nei antwurd en hy hie fêst tocht, dat hja har syn warskôging nei nimme soene, mar letter hie er heard, dat it earder minder wurden wie as better.

Der wie bytiden greate ûnienichheit yn 'e gemeente: der wie in groep dy't har neamde nei Petrus en tige heech roun mei de wet fan Mozes, dêr wiene oaren dy't it mei Paulus hâldden, wer oaren mei Apollos en in fjirde groep neamde him sels nei Kristus. Dat der forskil fan ynsjoch wie yn ien en deselde gemeente, wie lykwols it slimste net, mar dat hja elkoar net fordrage koene en dat elke groep himsels better achte as de oare, dat wie minder! En as dat nou it iennichste west hie, mar der wiene noch sa folle mear drôve dingen: in lid fan 'e gemeente, dy't libbe yn ûnsedichheit; bruorren dy't hwat meïnoar hiene en elkoar foar de heidenske rjochter dagen, ynpleats dat se it wer goedmakken yn it formidden fan 'e gemeente; striid oer it iten fan fleis, dat oan 'e ûngoaden wijd wie; en miskien it alderslimste: rûzje en skeel as hja meïnoar it hillich nachtmiel hâldden.

It wie doe gewoante, dat foar de fiering fan it nachtmiel de gemeente earst meïnoar iet. Om't yn Korinthe in greate gemeente wie, mei gâns slaven en earme minsken, naem elk syn eigen iten mei, mar it wie gjin wenst om al dy spizen by inoar to dwaen en dan alles roun to dielen: elk hâldde hwat er meinommen hie en iet, sa't er dat thús wend wie. En sa kaem it dan, dat yn 'e selde seal, oan 'e selde tafel, de iene syn brea droech iet en in oaren-ien pronke mei de djûrste spizen en de bêste wyn, ja it kaem wol foar, dat somliken net sêd wurde koene, wylst oaren dron-

ken wiene. It wie gjin wûnder, dat der dan wolris bittere wurden foelen en dat it sakramint ûnthillige waerd.

* * *

De apostel Paulus hie der tige lêst fan, dat it sa gyng en it waerd der net better op, doe't op in dei trije mannen út Korinthe by him kamen mei in brief fan har gemeente. De trije boaden, Stefanas, Fortunatus en Archaïcus, wiene tige freonlik en wisten ek noch hiel hwat goeds to fortellen, mar de brief sels foel Paulus ôf. Der spriek gjin tankberens út en gjin blydskip om it heil yn Kristus, mar it wie in rige bittere klachten oer allerhanne misstannen en it slimste wie noch, dat hja tusken de rigels troch to forstean joegen, dat it Paulus syn skuld wie, dat alles sa roun wie.

De trije boaden hiene dan ek noch in opdracht, bihalve it oerbringen fan in brief, hja moasten freegje oft Apollos wer by har komme woe. De koarte tiid dat er to Korinthe west hie, hie er sa bêst foldien en hy koe sa prachtich sprekke, dat elk soe bliid wêze mei syn komst.

Der waerd yn 'e gemeente to Efeze earnstich praet oer it forsyk om Apollos to stjûren en Paulus stie der him tige op oan, dat er gean soe, mar der is dochs net fan kommen. Fansels wie Apollos wol genegen om de gemeente fan Korinthe to helpen, mar hy fielde, dat er nou net gean koe. Ut hiel it skriuwen die dúdlik bliken, dat de mannen fan Korinthe Paulus hast hwat to min foar har tsjerke founen: in jong en skitterjend sprekker as Apollos, dat paste har better! Mar as hja him boppe Paulus sette woene, dyselde Paulus dy't har it earst it evangeelje brocht hie, dy't nacht en dei wurke hie doe't er by har wie, en dy't nou to Efeze noch oer har yn noed siet en alle dagen foar har bea, dan wie it better, dat er net gyng. En hoewol't Paulus him forskate kearen frege, wegere Apollos to gean.

Ynpleats dat Apollos de reis nei Korinthe makke, stjûrde Paulus letter Timotheüs mei in lange, earnstige brief, dêr't er yn antwurde op al har fragen en dêr't er har yn formoanne oer har sûnden. Mei skerpe wurden forwiet er har de partijskippen - ‘Jim sizze: Ik bin fan Paulus; en ik fan Apollos; ik hâld it mei Petrus; en ik bin fan Kristus. Mar is Kristus dan fordield? Of is Paulus foar jim krusige?’ -; hy lei har op om de man, dy't yn sûnde libbe, út de gemeente to bannen; hy forbea har om elkoar foar de rjochter to dagen en lei har op om elkoar leaf to hawwen en it bêste foarinoar to sykjen; hy lei har jitris út, hwat de bitsjutting wie fan it hillich nachtmiel en hoe't Jezus sels it ynsteld hie en hy warskôge har om it bliid en suver to fieren ta in oantinken oan syn offerdea en as in teken fan syn weromkomst op 'e wolken.

Mar by alle strange wurden en by alle forwyt, wie ek dizze brief-oan-'e-Korinthen wer in biwiis fan Paulus' greate leafde foar syn gemeenten; hy koe hurd wêze en strang, mar it wie allinne, om't er har sa graech op it goede spoar bringe woe. Lyk as in heit syn bern kastijt, net út wredens, mar út leafde, sa hie hy de gemeente fan Korinthe mei wurden kastijd en mei hiel syn hert hope er, dat alles nou goed komme soe. En wylst syn freon Timotheüs it Westen ynsylde mei de brief, gyng syn gebet omheech oft God de herten fan dy Korinthen liede woe yn syn wegen....

En jitris waerd de hope fan 'e apostel biskamme! Der kamen birjochten út Grikenlân, dat it yn Korinthe minder wie as ea to foaren en it waerd sa slim, dat Paulus it net langer oansjen doarst. Mei muoite briek er út it drokke wurk to Efeze en naem in skip dat nei Korinthe fear: fjouwer hûndert kilometer oer it blauwe wetter fan 'e Egéyske sé. Mar it waerd gjin rêstige reis nei al de drokte fan it wurk, hwant syn hert wie fol fan ûnrêst oer hwat er achterliet en it lei him by, dat der him noch hiel hwat to wachtsjen stie.

* * *

It kaem ek sa út: ynpleats dat hja him mei blydskip ûntfongen en har skuld bilieden, bihannelen se him út 'e hichte en misledigen se him. Doe't er letter wer yn Efeze wie, wie er der noch forslein fan en skreau er jitris in brief, dêr't er alles yn sei dat er op it hert hie. It waerd in brief, sa't er noch noait oan ien fan syn gemeenten skreaun hie, sa skerp, mei sok in snijende spot, en dochs ek mei sa'n djippe earnst en wylst er it diktearre wie hiel syn hert ien gebet, dat it nou dizze kear helpe mocht.

Hy bigoun mei to sizzen, dat er fan doel wie om jitris nei Korinthe ta, mar earst woe er har skriuwe, hwant hy woe net wer op sa'n manear bihannele wurde. Hja hiene fan him sein, dat er wol tige strang skriuwe koe, mar doe't er sels west hie, wie it net tafallen en stie er der net foar: út 'e fierte koe er strang wêze, mar fan tichteby doarst er net - nou woe er der har op wize, dat er ek oars koe! Hy woe leafst yn goedens, mar as er wer nei har ta moast, dan mijde er net ien!

En doe kaem er der op, dat der in mannich minsken to Korinthe wiene, dy't mienden dat hja alles better koene as hy en dy't har sels biskôgen as in soarte fan ekstra-apostelen. Hja skammen der har net foar om to romjen op har sels: nou dan, hy, Paulus, hie ek wol it ien of oar om him op to biromjen: ek hy wie in echte Joad, ek hy wie in Israëlyt, ek hy wie in bern fan Abraham. En as hjà wurken foar Kristus, hy net minder. ‘Fan de Joaden haw ik fiifris de fjirtich-min-ien slaggen hawn, trijeris bin ik mei roe-

den gisele, ienris bin ik stiennige, trijeris haw ik op reis it skip forlern, in etmiel haw ik yn 'e djipte tahâlden; yn gefaren fan rivieren, yn gefaren fan rôvers, yn gefaren fan 'e stêd, yn gefaren fan 'e wyldernis, yn gefaren fan falske bruorren; yn wrotten en wramen, yn weitsjen mannich kear, yn honger en toarst, yn fêstjen mannich kear, yn kjeld en neakenens. En hwat der dan noch bykomt: de noed foar alle gemeenten.' Né, skreau er dan wer: it hat gjin sin to romjen, mar as ik romje woe.... En hy fortelde fan syn himelsk fisioen en fan syn kwael, dy't him altyd hindere en fan syn swakheden, mar: 'as ik swak bin, dan bin ik machtich!'

Mar oan 'e ein waerd syn toan wer mylder en hy forgeat syn spot en as in heit formoanne er syn oerhearrige bern, oan't it útroun op in lêste winsk: 'De genede fan ús Heare Jezus Kristus en de leafde fan God en de mienskip fan 'e Hillige Geast, sij mei jim allegearre. Amen!'

Dizze kear wie it Titus, dy't it skriuwen oerbrocht en wer siet Paulus yn greate spanning, hoe't it nou komme soe. As hja har skuld wêze woene en hja rôpen him, dan gyng er wer! Mar krekt yn dy tiid rekke er wer yn great gefaer: hy kaem ek to Efeze yn 'e finzenis en it hat in skoft like as soe it him it libben kostje....

Trelit fan 'e Sulversmidden
286

Der wenne doedestiids in man yn Efeze dy't Demetrius hiet en fan syn fak sulversmid wie; hy hie in great bidriuw en gâns folk yn it wurk: kunstners, dy't allerhanne moaije dingen ûntwurpen en faklju, dy't dêrneffens de sieraden makken. Fierwei it measte waerd forkocht oan reizgers út oare streken, dy't in offer brochten oan 'e goadinne Artemis en dan in sulveren model fan har timpel as oantinken meinamen. Hûnderten fan dy timpeltsjes waerden der simmers omset en der waerd tige oan fortsjinne.

Gjin wûnder dat de sakeman Demetrius net folle fan Paulus ha moast. Hy hie it dochs al net op 'e Joaden stean, dy't fan gjin goadebylden witte woene en mar ien god oanrôpen, mar dizze apostel wie noch folle minder. Net allinne to Efeze en net allinne ûnder syn lânslju wurke er, mar oeral yn Asia, ek fan 'e Griken, leauden der in great tal yn dy frjemde god. As it sa troch gyng, wie de greate goadinne mei gauwens gjin tel mear en dan koe hy, Demetrius, syn saek wol slute! Hwant dy Kristenen, dat wie dúdlikernôch, stiene nearne net foar: foar in kaptael oan boeken hiene se forbaernd en ek de hannel yn sulveren timpeltsjes bigoun minder to wurden.

Dat Demetrius wie tige bliid, doe't it stêdsbistjûr fan wegen kaem en dy gefaerlike Joad yn it tichthûs sette; it hie al folle earder moatten, mar as hja nou trochsetten en him net mijden, koe der noch folle skea ôfkeard wurde; as hy syn sin sei, wie de dea-straf foar sa'n ien net to swier. It kaem lykwols oars út as er hope hie: om de iene of oare reden lieten de magistraten Paulus wer frij en it duorre net lang, of hy bigoun wer mei nije moed it evangeelje to forkundigjen.

Demetrius liet it der net by sitte. As it regear dan net better foar har bilangen opkaem en neat foar de bloei fan 'e stêd dwaen woe, dan soe hy ris sjen hwat er koe! It hie fansels gjin sin om nei de hege hearen ta to gean en praet der mei har oer: om him allinne kamen se fêst net op har bislút werom, mar der wiene oare wegen! Op in goede dei rôp er al syn folk byinoar en hâldde in taspraek om har tsjin Paulus op to setten. Hy wist krekt, hoe't er har oanpakke moast: earst moasten se goed bigripe, dat it om har beurs gyng en dat dy Joadske learaer har noch gâns skea dwaen koe; dan soe er in wurd-mannich sizze oer de bloei fan 'e stêd en de gloarje fan 'e goadinne, en dan moasten se meiïnoar de strjitte op en Paulus foar de rjochters slepe. Der wie nammers neat, dêr't de magistraten banger foar wiene as foar sok in oproer.

‘Mannen’, sei er, ‘jim witte, dat wy oan dizze sulveren timpeltsjes gâns fortsjinje en dat ús hiele bidriuw hjirmei stiet en falt en nou sjogge jim foar jim eagen, dat de saken by de dei achterút gean. Hwant dizze Paulus hat net allinne yn Efeze, mar oeral yn Asia, hiele skaren ôffallich makke, mei syn lear dat it gjin goaden binne, dy't jim mei jim hannen meitsje. En as it nou sa wie, dat allinne ús fortsjinst minder waerd, en dat wy allinne de skea to dragen krigen, dan soe ik der it swijen ta dwaen, mar it slimste is, dat de timpel fan Artemis yn 'e forachting komt en dat de greate goadinne de eare net kriget, dy't har takomt. En dat soe in ramp wêze foar de hiele stêd, hwant út hiele Asia, ja út alle lannen wei, komme de minsken hjir om to bidden en to offerjen. Ik hie tocht, dat de Asiarchen, dy't ommers op 'e timpels

tasjen moatte, it ek sa ynsjen soene, mar ynpleats hâlde se dy man de hân boppe de holle, dat ik freegje my ôf, oft it gjin tiid wurdt, dat wy it rjocht yn eigen hannen nimme....'

'....dan koe hy, Demetrius, syn saek wol slúte'

De harkers hiene mar al to goed bigrepen, hwat Demetrius woe en al roppend: 'Great is de Artemis fan 'e Efeziërs', gyngen se achter him oan de stêd yn om Paulus op to heljen. It hie him fêst net goed ôfgien, as hja him troffen hiene, mar Paulus wie krekt net thús en doe sleepten se in pear fan syn helpers, de Macedoniërs Aristarchus en Gajus mei: as it der op oan kaem wiene dy neat better en dy oare, dy krigen se letter wol!

Fansels joech it gâns in opskuor yn 'e stêd, dy mars fan 'e sulversmidden mei har beide finzenen, dy't mei stompen en slaen nei de skouboarch dreaun waerden. Al mear minsken kamen út 'e huzen wei en joegen har der by; de measten wisten net iens hwer't it om gyng, mar út it gerop fan 'e foarsten makken se op, dat dy beide mannen hwat dien hiene tsjin de timpel. Miskien wiene it wol timpelrôvers en dan wie de slimste straf noch net swierdernôch. Hja bigounen wraek to roppen oer de timpelskeinders en Gajus en Aristarchus seagen de dea foar eagen. Wer oaren lykwols rôpen om Paulus, de Joad út Syrië, dy't de goede stêd Efeze yn opspraek brocht en dy't ek dizze beide mannen forlaet hie. En dan, troch al dat gerop, bigounen de sulversmidden wer mei har sprekkoar: 'Great is de Artemis fan Efeze!' en oare stimmen namen de striidrop oer....

* * *

Paulus hie al gau heard, hwat der geande wie en wie daliks biret: hy moast nei de skou-boarch ta, mar de learlingen lieten him net gean. It soe op moart en dea-slach útrinne as er him tusken dat wylde folk weage en hy koe Gajus en Aristarchus dochs net helpe. Paulus lei der forheftich tsjin yn: om him wiene syn freonen yn great gefaer en soe hy har dan yn 'e steek litte? Syn plak wie njonken har en as er har dan net helpe koe, dan koe er to-minsten mei har stjerre. En hwa wist, foel it net hwat ta en koe er de skare tasprekke; mocht er sa'n kâns foarby gean litte om dy

forearders fan Artemis it evangeelje fan Kristus to forkundigjen? De learlingen smeken him om dochs net to gean, mar miskien hie de apostel dochs noch trochset, as der net in boade kommen wie fan 'e Asiarchen. De hege hearen hiene skoan bigrepen dat it oproer net allinne tsjin Paulus rjochte wie, mar ek tsjin har: hjà hiene Paulus frij litten en de opset wie om har to twingen, him wer finzen to nimmen. Fansels diene se dat noait: de Asiarchen fan Efeze lieten har de wet net stelle fan dat sljochte folk fan 'e strjitte, mar dêrom koe dy Paulus him wol hwat achterût hâlde! Hy hie neat yn 'e skou-boarch nedich: it soe de hertstochten mar wer opwekke en dy sulversmidden stiene nearne foar. Dat in boade moast him oplizze om thús to bliuwen en de stêdsskriuwer soe bisykje om it folk del to bedzjen.

En sa kaem it, dat der in boade by Paulus kaem en sei: ‘De hearen Asiarchen forsykje jo mei alle klam om net nei de skou-boarch to gean; jo soene it har ûnnedich swier meitsje, as jo der hinne gyngen.’ De apostel bûgde de holle; in forsyk fan 'e hege magistraten stie gelyk mei in bifel en hy fielde, dat er him skikke moast. Mei in sucht gyng er wer sitten en yn greate spanning wachte er ôf, hoe't it mei syn beide helpers komme soe....

* * *

Undertusken wie de hiele kloft mei Gajus en Aristarchus yn it formidden yn 'e skouboarch oankommen, mar der wiene gjin magistraten, en gjin rjochter om har foar to bringen, dat net ien wist, hwat der nou barre moast. Sels Demetrius, dy't it hiele oproer op tou set hie, wist net mear hwat er bigjinne moast; de saek wie him út 'e hân roun en hy seach fan 'e iene op 'e oare. Der wie net ien, dy't him helpe koe, mar it folk waerd aloan roeriger. De iene rôp, dat dy

Paulus hjir hearde to wêzen, oaren woene de beide finzenen oanpakke, en wer oaren rôpen, dat it de skuld fan 'e Joaden wie en dat it heech tiid waerd, dat dat bretale folkje ris op syn nûmer set waerd. En iderkear, boppe it gounzjen fan al dy stimmen, klonk de slachsin fan 'e sulversmidden: ‘Great is de Artemis fan 'e Efeziërs.’

* * *

It wie dúdlik, dat dit wyld trelit net lang mear duorje koe: ien fan beiden, de hiele saek forroun en elk gyng syn wegen, of de grime fan it folk soe losbrakke en wé, hwa't dan it slachtoffer waerd. Der wiene ek in keppel Joaden mei yn 'e skouboarch rekke, heal út nijsgjirrigens en heal om't hja dy Kristenen wol in fikse giseling gunden, mar hja wiene al lang net mear op har gemak. Der wie net ien dy't de hân nei Gajus en syn maet útstiek en dy drigeminten tsjin har folk wiene har net ûntkommen: it soe ek de earste kear net wêze, dat in oproer útroun op in wrede moartpartij ûnder de Joaden. Dat hja doarsten it net langer oansjen en skouden ien fan harren, Alexander, nei foaren; dy koe tige it wurd dwaen en moast dy ûnbisnienen oan it forstân bringe, dat hja neat mei Paulus en mei dy Kristenen út to stean hiene en dat hja gjin kwea fan 'e timpel fan Artemis sein hiene. Tagelyk koe er dan ek efkes fêstlizze, dat de Joaden neffens de wet fan keizer Claudius frijheit fan godstsjinst hiene....

De reedner Alexander knikte en die noch in stap nei foaren; hy soe it dat folk fan Efeze wol goed oansizze! Gebiedend, net oars as wie er de foarsitter fan dizze frjemde gearkomste, stiek er de hân omheech. ‘Stilte’. Hy hie it noch hast net sein, of hy waerd deadlik bleek. As hie al dat folk allinne op him wachte, sa'n skriklik kabael briek der los. Dat wie nou fêst it toppunt! Hja wiene hjir kommen om foar de eare en 'e timpel fan Artemis to striden en nou soe dy Joad it wurd nimme en har it swijen oplizze! In Joad, dy't mar fan ien god witte woe en dy't net iens yn Artemis leaude! En allegearre tagelyk bigounen se to razen: ‘Great is de Artemis fan 'e Efeziërs!’ It waerd in machtich sprekkoar, dat droane troch de wide skouboarch en weromkeatste fan 'e hege heuvel. ‘Great is de Artemis fan 'e Efeziërs!’ En it hâldde net wer op, it waerd noch lûder, noch wylder, noch driigjender.

De Joad Alexander stie noch op itselde plak. Yn bare ûntsetting seach er nei dy skreauwende, gleone koppen en dy wiid-iepenspalke mûlen. Hie hy dat losmakke, dat helsk, útsinnich gûlen, dat oer him hinne brûze as in wylde, siedende sé? O God, tocht er, lit it ophâlde, ik kin it net mear útstean, ik wurd gek. En dêrmei skeat it him troch de holle: Mar às it ophâldt, às hja net mear roppe, dan falt dy hiele binde oer my hinne, dan fortraepje se my en alle oare Joaden.... Mei in skok skuorde er him los fan it plak dêr't er stie en doe, mei in pear stappen, wie er tusken syn freonen. Hy wie klam fan swit en syn skonken trillen....

De mannen yn 'e skouboarch seagen him net iens gean; hja rôpen troch, al lûder, al twingender, altyd dyselde wurden, itselde ritme. As it stil waerd oan 'e iene kant, bigoun it earne oars wer; as ien net mear koe, namen tsien oaren it oer. ‘Great is de Artemis fan 'e Efeziërs!’ It swit briek har út, de stimmen wiene heas en rou, it wie gjin roppen mear, mar in wyld en dierlik gûlen.... Hja hâldden it twa lange ûren fol.

* * *

Lang ear't hja útraesd wiene, kaem de stêdsskriuwer de skouboarch yn en gyng stean by de foarsittersbank. Hy wachte en sei gjin wurd. Hwat soe syn machteleas lûd tsjin dit tûzenstimmich koar? Hy hie de tiid. En salang't hja sa útsinnich raesden, diene se to-minsten gjin kwea!

Stil stie er dêr, midden yn dy stoarm fan lûden. Hwat in folk! In forachtlike glim luts om syn strakke mûle. Hâldden se dan noait wer op, dy dwylsinnigen? Mar as hja ophâldden, wie alles mooglik: as it har oanfleach, soene se der op slaen en bloed sjen wolle en dan mochten de goaden dy beide mannen by stean! Der wie mar ien wei op: hy moast har stilprate ear't hja fansels ophâldden, net letter, en ek net to gau. Skerp harke er, oft it lûd net mindere....

Hy wist net hoe lang't er dêr stien hie, it liken ûren, mar der kaem in tiid, dat de stoarm bilune; it lûd waerd minder, it wifke. Hja koene net mear, it wie as hiene se harsels leechroppen, mar noch koene se de ein net fine. ‘Great is de Artemis fan 'e Efeziërs.’ Nou wie it syn tiid. Mei in pear linige stappen wie er op syn plak, heech boppe it folk. Hy stiek de hân op; en tagelyk foelen al dy roppende mûlen stil, seagen al dy eagen nei him op. It wie, oft hja bliid wiene, dat der nou in ein kommen wie oan dat útsinnich tjirgjen, dat hja nou wer in lieder hiene, dy't sizze koe hoe't it moast. De stêdsskriuwer wist, dat er de slach woun hie. Hy sykhelle djip en bigoun to sprekken; syn lûd droech fier yn dy ûnwennige, frjemde stilte.

‘Mannen fan Efeze, jim hawwe nou twa ûren stien to roppen, dat Artemis fan Athene in greate goadinne is; it is in wier wurd en it kaem djip út jim hert, al leau ik, dat it wol mei hwat minder takinnen hie! Hwant elk minske yn 'e wide wrâld wit ommers al lang, dat Efeze de timpelhoedster is fan Artemis en fan har byld, dat út 'e himel fallen is. Mar as dat dan fêst stiet, dan hat it gjin sin om sa'n drokte út to jaen en ûnbirette dingen to dwaen. Hwant jim hawwe dizze

beide mannen hjir hinne brocht, dy't gjin timpelskeinders binne en dy't jimme goadinne neat missein hawwe. It is bêst mooglik, dat Demetrius en syn mannen hwat tsjin har hawwe: nou dan, der wurde op fêste tiden rjochtsdagen hâlden, litte se dy mannen dan foar it rjocht daegje. En as hja noch fierder gean wolle, en hja wolle oare en stranger wetten hawwe - ek dat is har goed rjocht, mar dan sille se mei útstellen komme moatte op in wettige folksgearkomste! Hwant sa't it hjoed gien is, sa kin it dochs net; de Romeinen soene ús fan oproer biskuldigje kinne en as hja in ûndersyk ynstelden, soene wy ús net frijpleitsje kinne!.... Dat as der dan gjin ien mear hwat yn to bringen hat, dan wol ik jim net langer ophâlde en slút ik dizze gearkomste.'

It wie oft de hiele kloft hjir op wachte hie en yn koarten tiid roun de skouboarch leech. De stêdsskriuwer fage it swit fan 'e foarholle en glimke. 'Hwat in folk', sei er mei in sucht.

* * *

Dy jouns, earne yn in hûs yn Efeze, bûgde Paulus de knibbels en tanke God, dy't syn beide helpers rêdden hie út alle gefaer. De oare deis rôp er de gemeente gear en naem er ôfskie: nei it oproer yn 'e skouboarch koe er ûnmooglik to Efeze bliuwe. It hie nammers al lang syn doel west om wer fierder to reizgjen en oer to farren nei Korinthe: de oanslach fan 'e sulversmidden hie allinne mar de ôfreis forhaestge en syn reisplan yn 'e war brocht. Hy doarst it nou net to weagjen om op in skip to wachtsjen en hoewol't hiel syn hert nei Korinthe triek, gyng er wer de bergen yn nei de stêd Troas, dêr't er al ris earder west hie.

Ein fan 'e tredde Reis
287

Lang bleau er dizze kear net to Troas, hoewol't der gâns minsken nei him harkje woene en nimmen him dêr lestich foel: hy koe it der net úthâlde, sa siet er yn noed oer syn Korinthiërs. As dy lêste brief nou dochs noch ris to skerp west hie, as er it nou ris minder makke hie, ynpleats fan better? It duorre sa lang ear't Titus kaem; dy soe oer Macedonië reizgje en dan mei it skip nei Troas, mar nou wie er der noch net en hy bigoun bang to wurden, dat hja elkoar misrinne soene: Titus wist fansels net, dat syn reisplan foroare wie.

* * *

Sadré't it mei skik koe, makke er him los fan 'e gemeente to Troas en stiek er oer nei Thessalonika. Yn gewoane omstannichheden soe er tige bliid west ha, hwant it hie al lang syn bigearte west om nei de tsjerken fan Macedonië ta, mar nou hie er gjin rêst, salang't er Titus net sprutsen hie. Suver mei in beevjend hert sette er foet oan lân, mar al gau kaem der in ein oan syn spanning: Titus kaem mei goede birjochten. De gemeente fan Korinthe hie wol forslein west oer de skerpe torjochtwizingen, mar hja hiene dochs ynsjoen dat Paulus gelyk hie en hja woene har deljaen ûnder syn formoanning en tucht. De misstannen wie in ein oan makke, de minsken dy't yn sûnde libben, waerden formoanne en, as hja har net bikearden, ôfsnijd en it spiet har, dat hja Paulus sa'n fortriet dien hiene. Hja seagen nou út nei syn komst en as er kaem, dan soe er mei eigen eagen sjen kinne, dat alles nou wer goed wie....

It wie de apostel in pak fan it hert! Dit wie mear as er hope hie en sa gau as it koe makke er wer in brief klear, dêr't er syn greate blydskip en tankberens yn útspriek en mei dat skriuwen reizge Titus wer werom. Hy koe dan mei-iens to Korinthe in kollekte organisearje foar Jeruzalem en dêrta gyngen der noch in pear bruorren mei; Paulus soe sa gau as it koe folgje.

* * *

Noch gâns in skoft is de apostel yn Macedonië bleaun, doe kaem er dan einlings yn Korinthe en ek dêr hat er noch in fearnsjier wurke. Doe wie de winter oer en mei de iere Maeitiid wie der wer gelegenheit om in skip to finen, dat him nei Caesaréa bringe koe. It slagge him al gau en alles waerd ré makke foar de lange reis. En doe kaem der op it alderlêst noch hwat tusken! De learlingen kamen to witten, dat de Joaden in komplot tsjin Paulus op tou set hiene en doe't hja alles noch ris goed neigien hiene, foel it bislút, dat de apostel net mei it skip koe. It wie net to weagjen: it soe foar syn fijannen in lyts kunstke wêze om passaezje to nimmen op itselde skip en him ûnderweis to formoardzjen.

It moat wol in bitter ding foar Paulus west ha.

Nei al it wurk en al de spanning soe sa'n lange sé-reis him tige goed dien ha en nou moast er ynpleats wer oer lân en wer troch Macedonië. It waerd wer in swiere, einleaze mars troch de bergen en om't er mei Pinkster to Jeruzalem wêze moast, koe er it ek net op syn gemak dwaen. Syn reisgenoaten gyngen foarút, it Noarden yn en mei in pear oaren triek de apostel troch Macedonië nei de stêd Filippi, dêr't sa goed as gjin Joaden wennen. Dêr slagge it har in lyts skip ôf to hieren, dat oars gjin passagiers meinaem en doe weagen se it om oer sé fierder to gean. It earste plak, dêr't hja oan lân gyngen wie de stêd Troas, dêr't Paulus op 'e hinnereis sa hastich weirekke wie, syn freon Titus yn 'e mjitte. Ek nou bleauwen se der net lang en nei in wike al soene se wer fierder farre.

* * *

It wie de Snein-to-jouns, dat de gemeente fan Troas gearkommen wie, om ôfskie fan Paulus to nimmen. Foar de lêste kear soene Paulus en syn reisgenoaten it hillich Nachtmiel mei har fiere, foar it lêst soe er har tasprekke, dat elk dy't koe, wie opkommen en de seal wie tige fol. It wie oars in great en wiid fortrek, dizze opperseal op 'e tredde fordjipping, mar it wie der wol tige binaud; de doar stie fansels iepen, en der wiene in pear finsters, - net mear as iepeningen yn 'e tsjûke muorre - mar dat holp net folle: der wie gjin wyn dat makke en de hiele lange dei hie de sinne stien to baernen op it platte dak. Dêr kaem noch by, dat der gâns oaljelampen baernden en dy joegen meiinoar flink hwat waermte en in tsjûke, neare walm.

Paulus lykwols telde al dat ûngeriif net: hy spriek mar troch en it roun al nei tolven, doe wie er noch net oan 'e ein. Miskien wie dit de lêste kear dat er to Troas wie en hy hie noch sa folle op it hert, sa folle dat noch sein wurde moast en dêr't hja letter, as hy allang fuort wie, har winst mei dwaen koene. Hy murk net iens, dat it aloan nearder waerd, hy fornaem net dat it swit him by it gesicht del roun en plakte troch syn klean, hy tocht net oan wurgens, net oan sliepen, hy spriek mar en die syn apostel-wurk. It kaem ek net by him op, dat er it al dy oaren wol tige swier makke en dat harkjen sa maklik net is as sprekken.

Der wie ien yn 'e seal, dy't it tige krap hie: in jongfeint, dy't Eutychus hiet. Hy wie sa hyt en binaud, dat er it net mear úthâlde koe en doe't Paulus mar net ophâldde, riisde er oerein en klom yn it finster. It wie sa djip, dat er der maklik yn sitte koe en hy koe Paulus likegoed sjen en hearre. It siet hjir al better; hy fielde suver de koele jounloft oan syn gleone wangen. Doe spande er him op 'e nij wer yn om to harkjen....

Hy fornaem sels net, hoe slûch er wie en hoe wurch. Hast ûngemurken foelen him de eagen ticht en it duorre net lang, doe sliepte er fêst en djip. Net ien yn 'e seal seach it, net ien tocht der by dat it in nuodlik plak wie; allegearre harken se nei Paulus. En doe ynienen barde it; in skrille deadsskreau, in swiere bouns op 'e stiennen fan it binneplein en doe de stilte. Ien koart momint sieten se stil, forlamme fan 'e deadlike skrik, doe sprongen se de trep del nei ûnderen. Eutychus lei roerleas op 'e stiennen. Mei ien eachopslach seagen se, dat der gjin libben mear yn wie. Hja namen him op en droegen him yn 'e hûs en lûd bigounen se to kleijen en to skriemen. Hwat wie dit freeslik! Sa'n skoandere jonge, dat dy nou sa oan syn ein komme moast....

Tusken de jammerjende froulju troch kaem Paulus nei foaren. Fol meilijen seach er nei de deade; doe liet er him falle, boppe op it kâlde lichem en sloech de hannen om de jongfeint hinne. ‘Meitsje net sa'n misbaer en wês net oerstjûr, hwant syn siele is noch yn him’, sei er lûd. En foar har forhearde eagen seagen de discipelen, hoe't Eutychus oerein riisde en om him hinne seach. In pear fan syn freonen brochten him nei hûs en fortelden him fan it greate wûnder, dat God oan him dien hie.

'....hy wie hjir feilich op it stille strân....'

Op 'e opperseal, bliid en tankber, bitsjinne Paulus it Nachtmiel en wylst de drinkenstsjelk roun gyng mei de donkere wyn, spriek er al wer. Der wie net ien, dy't mear sliepte en it wie al ljocht, doe't elk syn wegen gyng. In pear ûre letter, nei in nacht sûnder sliep, triek de apostel Paulus de poarte út. Hy hie in mars fan ûren foar de boech, nei it stedtsje Assus, dêr't de oaren him oan boart nimme soene: de Joaden yn Troas hoegden net to witten, hwat krekt syn plannen wiene.

Op it strân to Assus wachte Paulus op it skip, dat him nei it Suden bringe soe. Achter him, heech op 'e steile berch, lei de stêd en foar him, sa fier't er sjen koe, wie de wide sé. Hy wie hjir feilich op it stille strân, gjin fijân wie him folge, de iensume wegen lâns, mar likegoed wie it moed him fol. It lei him by, dat de Joaden to Jeruzalem wraek op him nimme soene, mar dêr koe er syn reisplan net om foroarje; de Geast sels hie it him yn it hert jown, dat er dêr hinne moast en dan gyng hy sûnder om to sjen. God koe him biwarje, mar as it Syn wollen wie, dat er stjerre soe, dan wie it ek goed. Net, dat er útseach nei de dea! Hy hie noch altyd de hope, dat er ek noch to Rome it evangeelje forkundigje soe; to Rome, en as it koe noch fierder it westen yn: yn Spanje. Mar dat soe wol net kinne; hy fielde, dat er âlder waerd....

Doe't it skip oan 'e wâl lei, gyng er daliks oan boart. Lukas en Timotheüs wiene der, en noch in mannich oaren, dy't mei soene om it jild fan 'e kollekte oer to bringen, dat de gemeenten yn Asia en Grikenlân byinoar brocht hiene foar de tsjerke to Jeruzalem. Fan Assus fearen se it Suden yn, tusken de eilannen troch en nei in pear dagen seagen se yn 'e fierte de huzen fan Efeze. Paulus hie der graech in pear dagen oerbliuwe wollen, mar hy doarst it net to weagjen; as er wer finzen nommen waerd, koe it tiden duorje ear't er fierder koe en soe syn hiele reisplan mislearje. Ynpleats diene se de haven Mytilene oan, in sechstich kilometer fierder nei it Suden en dêrwei stjûrde er boaden om de âldsten fan Efeze op to heljen. Hja kamen daliks, bliid, dat hja de greate apostel noch ien kear sjen koene.

Mei djippe earnst spriek er har noch ien kear ta. Hy hie sa lang by har forkeard, sa folle foar har dien, sa folle om har lit, en nou wie er op reis nei Jeruzalem en hy wist, dat him ek dêr wer leed en boeijen wachten. Dat it lei him fêst by, dat er har op ierde net wer sjen soe en dêrom woe er har nou noch foar it lêst warskôgje. ‘Ik wit, dat wrede wolven by jim ynglûpe sille en dat hja de keppel net sparje sille; ja yn 'e gemeente sels sille mannen opstean, dy't forkearde dingen leare, om de discipelen to forlieden. Nim jim dan to wacht en weidzje de gemeente fan Kristus, dy't Er woun hat troch syn eigen bloed. Arbeidzje trou, lyk as ik it jim foardien haw, hwant mei dizze hannen haw ik de kost fortsjinne foar mysels en foar myn helpers en bitink, dat de Heare Jezus sels sein hat: It is silliger to jaen as to ûntfangen.’

Doe't er alles sein hie, hwat er op it hert hie, bûgde er de knibbels en droech er har op yn it gebet; dêrnei joegen se him ien foar ien de ôfskiedspea en mei triennen yn 'e eagen brochten se him fuort, nei de haven. Foaral dat wurd fan Paulus, dat er har net wer sjen soe, trieken se har tige oan.

* * *

En wer glied it lytse skip oer de blauwe sé, it Suden yn. By it eilân Rhodos lâns bûgden se it Easten yn en in ein fierder rounen se de haven fan Patara oan. Hjir gyngen se oer op in greater skip, dat fracht yn hie foar Tyrus en dat net flak by de kust lâns hoegde to farren; dat bikoarte de reis in flink stik en sa kamen se noch bêst op tiid yn Tyrus oan. Hja hoegden nou gjin haest mear to meitsjen en bleauwen in folle wike yn 'e drokke hannelsstêd.

Ek to Tyrus moast in lytse gemeente wêze, mar hja hiene der gjin bikenden by en it naem noch al hwat tiid om de discipelen to finen. Mar doe waerden se ek tige

gastfrij ûntfongen en doe't de discipelen hearden, dat Paulus op trochreis wie nei Jeruzalem bisochten se om him ta oare gedachten to bringen. It wie alles hiel oars to Jeruzalem as in jier-of-hwat lyn! Der broeide forset en de Joaden wiene fijanniger as oait tofoaren; it wie better dat Paulus ynpleats nei Antiochië gyng.

Paulus liet him net fan it stik bringe, ek net, doe't de Hillige Geast har dy wyks iepenbiere, dat him leed en bannen wachten. Foar him stie it fêst, dat dyselde Geast, dy't him fordrukking en boeijen profetearre, him nei Jeruzalem rôp en al de warskôgingen fan syn freonen koene net forhinderje, dat er syn plannen trochsette. De hiele gemeente gyng mei om har nei it skip to bringen en allegearre, mânlju en froulju en bern, knibbelen se del op it stille strân om to bidden. En doe kaem ek hjir it ôfskie: in lêste heilbea, in lêste pea, in lêst farwol.

* * *

Oer Ptolomaïs - deselde stêd, dy't letter Akko hiet - reizgen se nei Caesaréa. Yn dizze stêd wie in greatere gemeente en hja kamen yn 'e hûs by de evangelist Filippus, deselde dy't destiids de keamerling doopt hie. Hy hie fjouwer greate dochters, dy't profetessen wiene en yn 'e tiid dat Paulus en syn reisgenoaten der wiene, kaem der ek noch de profeet Agabus út Jeruzalem. Ek dy hie wer in wurd foar Paulus: hy naem de gurle dy't de apostel om hie, boun der syn eigen hannen en fuotten mei, en spriek: ‘Sa seit de Hillige

Geast: de man hwaens gurle dat is, sille de Joaden to Jeruzalem bine en hja sille him oerleverje yn 'e hannen fan 'e heidenen.'

De discipelen hiene mei ûntsetting harke nei it boadskip fan 'e profeet. Dit koe oars net wêze as in warskôging, dat Paulus net nei Jeruzalem gean moast en sels Lukas, dy't him sa goed koe en wist fan syn gleone iver, smeke him nou om werom to gean. As God syn profeet stjûrde, mocht er dan trochsette en dochs nei Jeruzalem reizgje?

Mar Paulus joech ek nou gjin bilies! Ek foar him stie it fêst, dat Agabus sprutsen hie troch de Geast en dat syn wurden neikomme soene, mar hy naem it net as in warskôging. As Godsels sei, dat er boun wurde soe to Jeruzalem, hoe soe dat dan in oanmoanning wêze kinne om der wei to bliuwen? Hy koe it net oars sjen: hy moast de reis nei Jeruzalem weagje, ek as er fan to foaren wist, dat him dêr leed en bannen wachten. Hy wist sels net hwerom't it sa moast, God jowt nou ien kear gjin rekkenskip fan Syn dieden, mar dat it by einsluten wêze soe ta Syn eare en ta heil fan 'e Tsjerke, dêr twivele er net oan. En dêrom koe er net dwaen hwat Lukas en de oaren fregen! 'Hwerom skrieme jim', sei er forwitend, 'en bisykje jim my it herte weak to meitsjen, allinne om't God my iepenbiere hat, dat ik forfolging lije moat? Ik bin ré, net allinne om my bine to litten, mar ek om to stjerren foar de namme fan ús Heare Jezus.'

Der wie net ien mear, dy't noch langer tsjin Paulus ynlizze doarst. As it wier wie, dat de Heare him nei Jeruzalem rôp, - en hwa soe dat better witte as de apostel sels? - dan mochten se him net opkeare. En hoe swier it har ek foel, hja bûgden de holle en seine: 'It moat mar komme, sa't God it wol!'

In pear dagen letter gyngen se op mars, Paulus, syn reisgenoaten, dy't it jild fan 'e kollekte oerbrochten en in pear discipelen fan 'e gemeente to Caesaréa, dy't in adres foar him wisten to Jeruzalem, dêr't er ûnderdak fine koe. It wie op syn minst twa dagen rinnen, dit lêste ein fan 'e trêdde sindingsreis.

Jeruzalem
288

Der wie hiel hwat foroare to Jeruzalem yn 'e jierren dat Paulus syn reizen makke troch de heidenlannen, en better wie it der net op wurden. De partijen stiene skerper foarinoar oer as ea to foaren, it lân wie fol bidjer en korrupsje, de Seloten diene de oerhearskers safolle ôfbrek as it mar koe en in nije groep, de Sicariërs of dolk-mannen, formoarden elk dy't op 'e iene of oare wize har grime geande makke. Fansels lieten de Romeinen dat net sa mar gewurde en elke rebel dy't yn har hannen foel, stoar in wrede dea. Sa waerd de spanning yn it lân al greater en minsken, dy't de tastân bioardielje koene, wiene fan bitinken dat it útrinne moast op in iepenlike oarloch. Allinne in strang en rjochtfeardich bistjûr, dat wist hwat it woe en der ek foar stie, koe miskien de driigjende ramp noch keare. Mar sok in regear wie der krekt net!

Sûnt kening Herodes Agrippa sa hastich stoarn wie, hie der gjin kening mear regearre oer Juda; it stie nou wer lyk as by âlds ûnder in procurator, in hege amtner dy't syn résidinsje hie to Caesaréa en allinne by gelegenheden to Jeruzalem wie. De earste trije procurators wiene forname Romeinen en ûnder har biwâld wiene der al gâns wreedheden bidreaun, mar it waerd noch helte minder, doe't in frijlitten slaef, Antonius Felix, ta it hege amt roppen waerd. Foaral de earste jierren, doe't syn broer Pallas de gunstling wie fan keizer Claudius, koe er dwaen hwat er woe en mijde er nimmen. Hy wie noch mar krekt yn Juda, of hy stjûrde syn frou fuort en troude mei Drusilla, in dochter fan Herodes Agrippa, dy't sels ek by har man weiroun wie; dat

hiel it folk der skande fan spriek, dêr joech er fansels neat om. Nammers, ek yn oare dingen steurde er him yn it minst net oan rjocht en wet: hy fordrukte en bistiel syn ûnderdienen en it kaem sa fier, dat yn Juda gjin ien dy't jild of bisit hie, mear feilich wie. Al mear minsken joegen har by de Seloten en al dryster kearden se har tsjin alles dat Romeinsk wie, of it mei de fordrukkers hâldde; sels lytse ôfdielingen soldaten wiene net mear feilich en waerden oanfallen. Ut wraek liet de procurator dan de Seloten wer forfolgje en dy't him libben yn hannen foelen, waerden oan it krús slein. Mar net allinne de fijannen fan Rome moasten it ûntjilde: ek minsken dy't neat fan 'e rebellen ha moasten en dy't neat dien hiene, waerden finzen nommen en ta de dea foroardiele; yn it gunstichste gefal koe de famylje har foar gâns jild frijkeapje, oars waerd it wrede fonnis útfierd en forfoel har hûs en lân oan Felix.

Wie it wûnder, dat it folk fan Juda, fordrukt en fornedere troch de wrede fijân, mei greate langst út-

seach nei in forlosser? Op har eigen foarmannen hoegden se net to tidigjen: de hegepreester Ananias, dy't destiids to Rome pleite hie foar de bineaming fan Felix, wie neat better as de procurator en skamme him net om syn eigen preesters to bistellen. En doe gyng op in goede dei it nijs troch de stêdden en doarpen, dat de Messias kommen wie en mei in troep Seloten optriek nei de timpelstêd. It wie in Egyptyske Joad en fjouwer tûzen rebellen út it berchlân folgen him, yn it fêste bitrouwen, dat er de fijân fordriuwe en in ryk fan frede en rjocht fêstigje soe. Hy hie har foarhâlden, dat hy de lang forwachte Forlosser wie en dat de Heare sels foar him útteach; as er mei syn hinde op 'e Oliveberch stean soe, en delseach op Jeruzalem, soene de muorren fan 'e stêd ynstoarte, lyk as de profeet Sacharia foarsein hie en sûnder striid soe de stêd him oerjaen....

Fansels kamen se net oan 'e Oliveberch ta: in ein fan Jeruzalem ôf, foelen de soldaten fan Felix op har oan en sloegen de hiele binde útinoar; in great tal Seloten foel yn 'e wylde slach, of waerd finzen nommen, mar de Egyptner sels ûntkaem.

* * *

It wie net lang nei dit mislearre oproer, dat de apostel Paulus yn Jeruzalem oankaem. De discipelen út Caesaréa brochten har nei it hûs fan Mnason, ien fan 'e Grykske Kristenen dy't yn alle forfolging noch yn 'e stêd bleaun wiene, en hja waerden dêr tige gastfrij ûntfongen.

Fuort de oare deis gyng it hiele selskip nei it hûs fan Jacobus, de broer fan Jezus, dy't yn dy tiid de lieder fan 'e gemeente wie. Hy wie noch neat foroare, dizze Jacobus, en hy hâldde noch like strang de wet fan Mozes en noch like trou gyng er nei de timpel. Fansels wie er bliid, dat Paulus en de oaren nou wer to Jeruzalem wiene; hy wie binijd hwat der allegearre bard wie op 'e lêste sindingsreis en it jild fan 'e kollekte, dat hja by har hiene, soe tige fan pas komme. Mar oan 'e oare kant hie de komst fan Paulus ek wer syn biswieren. Der wiene tûzenen Joade-Kristenen by de gemeente, dy't strang de wet fan Mozes hâldden en dy't ha woene, dat de Joaden yn 'e heiden-gemeenten ek sa libje soene. Jakobus sels bigriep, dat dat net altyd koe, mar it wie de fraech, oft dy oaren it sa ek sjen koene. It lei him by fan net! En it soe in ramp wurde, as der striid en ûnienichheit kaem yn 'e gemeente, om it wurk fan Paulus. Alles wiisde der op, dat der mei gauwens wer nije forfolging losbrekke soe, de hate en de grime fan 'e Joaden waerd mei de dei greater en it wie nedich, dat de gemeente ien en sterk wie! Mar as Paulus nou kaem en fortelde fan syn wurk yn 'e heidenlannen en learde, dat de wet ôfdien hie en dat de timpel wol mist wurde koe, dan wie it slimste to wachtsjen. Der gyngen dochs al sokke geroften oer him to Jeruzalem. Der waerd forteld, dat er de Joaden om útens learde, dat har bern net bisnien hoegden to wurden en dat it gjin sin mear hie om de wet to ûnderhâlden. As it him net slagge om har dat út 'e holle to praten, koe der fan alles barre! Paulus moast him skikke en hjir to Jeruzalem hwat tajaen, en dat soe er ek wis dwaen wolle; dy oare kears, doe't der swierrichheden wiene mei Antiochië, hie er ek net stiif en strak syn ein fêsthâlden. Doe hie trouwens Jeruzalem it measte tajown, nou moast Paulus in offer bringe foar de ienheit fan 'e tsjerken. Hy soe it him fuortdaliks oplizze.

* * *

Doe't Paulus en syn reisgenoaten yn it hûs fan Jakobus oankamen, founen se dêr, bihalve de greate lieder fan 'e gemeente ek alle âlderlingen, mar de tolve wiene der net. Nei de earste bigroeting, naem de apostel daliks it wurd en fortelde fan syn wurk yn Efeze en Korinthe en sa folle oare plakken yn Asia en Grikenlân; hy spriek

oer de greate, bloeijende gemeenten dêrre, oer har leauwe en iver, oer har tankberens foar de tsjerke fan Jeruzalem oer en, as in biwiis fan syn wurden, droegen syn helpers de swiere sulverpongen oan. De âlderlingen wiene tige tankber foar it jild, dat hja sa skoan brûke koene en hja loven en tanken God, dy't sokke greate dingen oan 'e heidenen dien hie. Mar lang diene se har it loovjen en tankjen net oan tiid. Dy kwesje fan de wet wie der en fan Paulus syn stânpunt foar de wet oer, en it baernde har yn om ta in oplossing to kommen. Jakobus naem it wurd en fortelde, hoe't it der foar stie yn 'e gemeente en hoe't der oer Paulus praet waerd troch de Judaïstyske bruorren; as der gjin twadracht komme soe, wie it nedich dat de apostel dúdlik makke, dat er de âlde seden net forachte en dat de timpel ek foar him noch syn bitsjutting hie. It koe miskien it bêste op dy wize, dat er foar fjouwer gemeenteleden, dy't in Nazireërsbilofte dien hiene en nou djûre offers bringe moasten, de kosten bitelle. Hy soe dan mei har nei de timpel moatte, earst om alles to regeljen en de offers to bistellen en dan, sawn dagen letter, om to offerjen as de fjouwer mannen skeard waerden en it hier forbaernd. It spriek fansels, dat er himsels ek hilligje moast en dat er dy hiele wike, om rein to bliuwen, libje moast neffens de wet. Mar dat hoegde him net allegearre útlein to wurden, dat wist er noch wol fan doe't er Farizeër wie....

It wie gjin lyts ding, dat hja fan Paulus fregen. Yn syn brief oan 'e gemeente fan 'e Galatiërs hie er sa dúdlik skreaun, dat dy âlde Joadske plechtichheden har tiid hawn hiene en dat de Kristenen út 'e heidenen dat jûk fan wetten en foarskriften net mear op har

skouders nimme mochten. Foar himsels wie er der fan oertsjûge, dat it ek foar Joadske Kristenen gjin sin mear hie. Hwat soene syn reisgenoaten út Efeze en Macedonië wol tinke, as er nou dochs wer meidie oan dy Joadske gebrûken? As dy nou hjir wer oanstjit oan namen, wie er dan net like fier? Koè er it allegearre wol oait nei it sin dwaen, Joaden èn Griken?

Doe't er alles goed yn him omgean litten hie, foun er dochs, dat er net wegerje mocht. Hy hie ris in kear skreaun, dat er om de saek fan it evangeelje de Griken in Gryk en de Joaden in Joad wêze woe, en dit gyng om greate dingen: de frede en de ienheit yn 'e Tsjerke. Jakobus en de âlderlingen fregen it net foar harsels en hja fergen it net fan 'e heiden-Kristenen: de âlde regel fan de earste synoade bleau fan krêft. It koe ek gjin sûnde wêze, as er it allinne die om oaren to wille to wêzen en as er net leaude, dat it fortsjinstlik wie foar God! Syn freonen út Asia en Macedonië soene it bigripe kinne. ‘Ik sil alles dwaen, hwat jim freegje’, sei er earnstich.

* * *

Fuort de oare deis gyng er mei de fjouwer Nazireërs nei de timpel, nei't hja har fiifresom hillige hiene en bistelde it offer, dat foar elk fan harren brocht wurde moast. Dy wike, foar it earst sûnt lange jierren, libbe er nei de âlde, strange wet en gjin ien fan 'e gemeente hie hwat op him to sizzen, sels de fûlste Judaïsten net. Ek Jakobus wie tige bliid; as de sawnde dei kaem, mei de plechtichheit yn 'e timpel, soe it alleman to Jeruzalem dúdlik wêze, dat de apostel Paulus, de greate foarstrider fan 'e sekte fan 'e Nazareners, dochs in echte Joad bleaun wie! De ienheit yn 'e gemeente soe biwarre bliuwe, in greate ramp wie ûnder Gods seine ôfkeard.

Hy koe net witte, dat it offer yn 'e timpel Paulus syn frijdom kostje soe....

Yn bannen...
289

It wie de sawnde deis, de dei fan 'e plechtichheit yn 'e timpel. Troch de folle strjitten roun Paulus mei syn freon Trofimus út Efeze, dy't Kristen wie, mar gjin Joad. Hy soe de apostel oan 'e timpel ta bringe, mar fierder as it bûten-foarhôf mocht er fansels net komme: der stiene buorden mei it opskrift dat gjin ûnbisniene yn 'e timpel komme mocht op straffe fan 'e dea.

Dyselde deis wiene ek in mannich Joaden út Asia op wei nei de timpel. Hja hiene de lange sé-reis makke om it Pinksterfeest to Jeruzalem to fieren en wiene tige bliid, dat hja wer ris yn 'e timpelstêd wêze koene. En doe ynienen foel der in skaed oer har Pinksterfreugde: hja seagen Paulus en Trofimus rinnen. Dus nou wie er ek al yn Jeruzalem, dy forrieder, dy't oeral yn Asia de Joaden forliede woe en har opsette tsjin de wet en de Timpel. En hjir roun er nou mei in ûnbisniene Gryk yn 'e âlde stêd fan God! Forachtlik spuiden se op 'e groun. Hoe lang soe it noch duorje, ear't de Messias kaem om it lân fan Israël to suverjen fan sok ûnhillich folk?....

* * *

In skoft letter, op it timpelplein, seagen se Paulus wer. It bloed fleach har omheech. Mar dit wie dochs fêst troch alles hinne? Dus hy wie mei dy heiden út Efeze op reis nei de timpel, doe't hja him seagen yn 'e stêd? Sa djip forachte er it hûs fan God, dat er him net skamme en nim der in Gryk mei hinne! Hwa wist, hwer't dy Trofimus stie, miskien wol tusken de minsken by it alter; miskien ûntwijde er it offer wol mei

syn ûnreine lea. En dat op Pinkster! Mar dit koe sa net; hja moasten foar de eare fan 'e Timpel opkomme!

Ear't de apostel der rjocht erch yn hie, bisingelen se him en sloegen en stompten wreed op him los. ‘Help, mannen fan Israël!’ rôpen se. ‘Dizze hjir hat de timpel ûntwijd en Griken brocht yn it hûs des Heare! Wy kenne him noch wol út Asia en wy witte, dat er oeral de minsken opset tsjin de wet en de timpel. Help! dat er ús net ûntkomt!’

Fan alle kanten kaem it folk der op ta; al wylder sloegen se him, al lûder rôpen se. ‘Hy moat stjerre! Sleep him de timpel út!’ Paulus tocht net oars as dit soe syn dea wurde. Hy jammere net en smeke net om genede: hy wie ré to stjerren en it soe nammers dochs neat jown ha. Mei gewelt sleepten se him de poarte út; achter him foelen de swiere doarren ticht. Nou wist er, dat hja fêst fan doel wiene om him to deadzjen; yn 'e timpel mocht dat net en dêrom hiene se de doarren sletten: hy mocht net wer troch de poarte. En dit diene se him oan, nei't er in wike lang as in strange Joad libbe hie....

En doe ynienen waerd it stil en lieten se him los. Binijd seach er om him hinne. In ôfdieling soldaten kaem yn 'e stoarmpas op him ôf. Dus dêrom doarsten

se net mear. Syn libben wie rêdden, mar de Romeinen soene him fêst net loslitte. Hy tocht oan 'e wurden fan Agabus.... Ek dit wie goed; ek dit woe er drage om 'e namme fan Jezus Kristus.

* * *

De kommandant fan 'e kohorte yn 'e Antonia-stins, de chiliarch Lysias, wie in fiks soldaet en in man dy't fan tapakken wist. It lei him by, dat de Egyptner dy't him by de slach yn 'e steppe ûntkommen wie, op dit Pinksterfeest noch ris in set dwaen soe en dêrom liet er syn mannen dei en nacht wachtrinne en stie der elke ûre fan 'e dei in peloton soldaten klear om út to rukken. Doe't de wacht it birjocht brocht, dat it hiele timpelplein yn opskuor wie en dat it folk dwaende wie om in Joad fan kant to meitsjen, tocht er daliks wer oan dy rebel. Dat wie krekt hwat foar dat Joade-folk om har wraek to kuoljen oan ien, dy't hja earst as in Messias eard hiene. Mar as dit de Egyptner wie, dan soe er net stjerre ûnder de hannen fan it folk, mar sa't er fortsjinne hie: oan it rebelle-krús.

Biret gyng er it plein op. De centurio saluearre. ‘Folgje!’ sei er koart. Tusken de soldaten yn draefde er de treppen del. It forgrime folk makke romte en liet Paulus los. Lysias wiisde nei him. ‘Yn 'e boeijen en pas op, dat er net ûntkomt!’ Doe kearde er him om en frege, hwat der oan wie. Hja rôpen fan alles trochinoar: dat er it folk forlaette, dat er de timpel ûntwijd hie en noch folle mear. Lysias twivele net mear: dit moast de Egyptner wêze. Hwat in skoandere fangst! ‘Nei de kaserne’, wonk er, ‘en fluch!’

Mei Paulus feilich tusken har yn, marsjearden de soldaten it timpelplein oer nei de smelle trep, dy't tagong joech nei de stins. Alles wie sa fluch om en ta gien, dat it folk gjin hân útstutsen hie, mar nou waerd it har dúdlik, dat har plan mislearre wie. As Paulus ien kear boppe wie, krigen se de kâns net wer om him to formoardzjen. It wie nou of noait.... Wyld krongen se op 'e soldaten yn en bisochten har de pas ôf to snijen. It wie krekt to let: wylst har maten it paed nei de trep iepenhâldden, pakten in pear soldaten de apostel en droegen him nei boppen. Op it plein foar de stins setten se him del en wachten op 'e kommandant en de oaren. Under har raesden en tjirgen de Joaden. ‘Oan it krús! Fuort mei him! Hy hat de dea fortsjinne!’

* * *

Claudius Lysias kaem de trep op en munstere de finzene. Dus dat wie nou dy rebel, dy't in oanslach dwaen woe op Jeruzalem. Hy hie tocht, dat er greater west hie, foarser en foaral wylder. Mar dy groeden yn syn gesicht, dat wie wol wer yn styl. En nou moast er him earst in forhoar ôfnimme, ear't er him opstjûrde nei Felix. Hy suchte. It soe net maklik gean en der soe wol in tolk by moatte; sokke Seloten sprieken allinne de eigen tael....

Noch ien kear seach er nei de apostel, dy't oan twa soldaten fêstboeid wie. Hy koe der noch net by, dat dy man in bindelieder wie. En mei seach Paulus him oan en sei yn it Gryksk: ‘Soe ik jo hwat freegje meije?’ Lysias wist net hwat er hearde. ‘Kenne jo Gryksk?’ frege er forheard. ‘Binne jo dan net dy Egyptner, dy't mei fjouwer tûzen Sicariërs optriek troch de steppe?’ Paulus skodholle. ‘Ik bin in Joad fan Tarsus, in stêd yn Cilicië, en haw alle rjocht om yn 'e timpel to kommen. Miskien wisten se dat net en dêrom woe ik jo freegje of ik it folk tasprekke mei?’ Lysias seach fan 'e finzene nei it folk op it timpelplein. It wie tsjin alle regels, mar as dy Joaden har nou forsind hiene, lyk as hy sels him ek op dy man forsjoen hie, dan koe er har miskien

mei in pear wurden ta reden bringe. It wie to weagjen. En as it al mis gyng, koe er der altyd noch in ein oan meitsje. Hy knikte, net ûnfreonlik. ‘Ik jow jo frij.’

* * *

Stadich, tusken de beide soldaten yn, roun Paulus nei de trep. Hy hie it sa mar frege, mar noait hie er tocht, dat Lysias it him tastean soe. Dat dit him noch barre mocht, dat er nou syn fijannen it evangeelje bringe mocht.... Syn eagen blonken, hiel syn siele wie in gebet. As God nou in wûnder die en har herten iepene, lyk as dy Pinksterdei, doe't Petrus spriek.... Hja wiene him gram en as hja de kâns krige hiene, hie er nou dea west, mar it wie dochs syn folk, syn eigen flesk en bloed, en hy hie har noch leaf....

‘Mannen’, sei er lûd, ‘bruorren en heiten, harkje nei myn forantwurding....’ It waerd stil en al dy eagen seagen binijd nei him op. Dat hiene se net tocht, dat er yn har eigen tael sprekke soe. Fielde er him dan dochs noch in Israëlyt ûnder Israëliten? ‘Bruorren’, neamde er har, en dat ‘heiten’, bitsjutte dat, dat guon fan harren boppe him stiene en dat er him ûnder har deljaen woe? Yn elk gefal soe er hiel hwat goed meitsje moatte, ear't hja him oannimme koene as ien fan har!

Swijend harken se nei hwat Paulus sei: dat er berne wie to Tarsus en dat er leard hie to Jeruzalem; hoe't er opbrocht wie as in strang Farizeër, sa strang dat er de Kristenen oan 'e dea ta forfolge hie, net allinne yn har eigen stêd, mar ek dêr bûten. En dêrmei kaem er op syn reis nei Damaskus, hoe't de Heare Jezus sels him forskynd wie op 'e wei en him roppen hie om syn tsjûge to wêzen; hoe't Ananias by him kommen wie, - in from man dy't ek by de Joaden goed oanskreaun stie - en him de eagen iepene hie; hoe't er

him doe de Skriften útlein en doopt hie. Dat alles forhelle er, en noch leine se der net tsjin yn. En Paulus spriek mar fierder. Hy forgeat dat er hjir stie to sprekken tusken twa soldaten, dat syn beide polzen boeid wiene, dat er in finzene wie en allinne mar sprekke koe by de graesje fan in Romein; hy tocht allinne mar mear oan it boadskip dat er bringe mocht oan dit forbline folk.

'....En it barde, doe't ik yn dizze timpel oan it bidden wie, dat ik Him seach en Hy sei tsjin my: Gean ynienen út dizze stêd, hwant hja sille dyn tsjûgenis dochs net oannimme, mar Ik sil dy omfierrens stjûre, nei de heidenen....' Hy hie it noch hast net sein, of in wyld gerop briek los. Sa'n ien wie it dus, dy fromme prater mei syn timpelfisioenen: in forrieder fan syn eigen folk en in freon fan 'e heidenen. Hja woene syn lûd net mear hearre en yn in machtich sprekkoar davere it oer it plein: 'Fuort mei sa'n ien! Fordylgje him fan 'e ierde! Hy is it libben net wurdich!' En yn har wylde grime skuorden se de mantels út en smieten mei moude. 'Fuort mei sa'n ien!'

* * *

Claudius Lysias, op it plein foar de kaserne, trille fan lilkens. Dat wie nou de tank, dat er dy Joad frij jown hie om ta it folk to sprekken! Ynpleats fan better hie er it minder makke! 'Bring him yn 'e rjochtseal', gebea er de centurio, 'en sjoch út to finen, hwat er misdien hat; mar giselje him earst. Ik wol nou hast wol ris witte hoe en hwat....' Mei lilke stappen gyng er de kaserne yn. Der moast him ris wer in Joad om in gunst freegje! Dit hie in goede ôflear west. En dan dat Joadetaeltsje. Hwa wist hwer't er dat folk op it plein foar útmakke hie. Mar hy soe der foar bliede, dy moaije sprekker!

En wilens brochten de soldaten Paulus nei de giselpeal en skuorden him de klean fan 'e rêch. Doe twongen se him foaroer en bigounen de rimen oan to heljen. Hy bleau wûndere kalm, tocht de centurio, mar ear't syn mannen mei him klear wiene, soe er wol oars lûd jaen! En oan 'e groeden op syn rêch to sjen wie it net de earste kear, dat er gisele waerd.

Paulus seach op. 'Kin dat sa mar', frege er kalm, 'dat jim in Romeinsk boarger, sûnder dat er foar it rjocht west hat, giselje?'

De centurio waerd bleek fan 'e skrik. Dus dêrom hie er him sa rêstich bine litten. Yn alle haest gyng er de seal út om de kommandant to heljen. 'Hear oerste', spriek er, 'jo hawwe opdracht jown om de finzene to giseljen, mar witte jo wol, dat er Romeinsk boarger is?'

Lysias gyng daliks mei. As dat wier wie, mocht er wol oppasse. It wie strang forbean om in Romein ûnbirjochte to giseljen en it stie noch to bisjen oft er op sa'n manear boeid wurde mocht. Hy wie to fier gien en Felix, hoewol't er it sels net sa krekt naem mei it rjocht en de wet, koe strang wêze oer oaren.

Paulus stie noch by de peal, de rimen om en de rêch bleat. Lysias koe it noch hast net leauwe; it like sa'n ienfâldich man en sa'n echte Joad. 'Siz my', sei er, 'is it wier, dat jo Romeinsk boarger binne?' Paulus antwurde: 'Ja, it is wier.' In bytsje út 'e hichte seach Lysias op him del. 'It is oars net sa maklik om it boargerskip to krijen: ik haw it ek, mar it hat my gâns in heap jild koste.' De apostel glimke yn syn burd. 'Ik hoegde it net to keapjen', sei er rêstich, 'ik bin Romein by berte.'

Lysias krige in kleur en draeide him om. Hy woe bifel jaen om Paulus los to meitsjen, mar de soldaten gaspen út harsels de rimen al los. Doe sloegen se him de klean wer om en brochten him de seal út. Lysias hie noch noait in finzene sjoen, dy't sa kalm en sa rêstich wie. En dêrmei kaem it him yn it sin, dat er nou noch net wist, hwat Paulus dien hie en hwerom't de Joaden sa forgrime wiene; mar dat forhoar hie er nou gjin moed mear foar. Moarn wie der wer in dei....

Foar it Sanhedrin
290

De oare moarns, nei in koart forhoar, wist Lysias dan hwat de oanlieding west hie ta it trelit op it timpelplein; it lei him by dat Paulus gjin skuld hie en dat er gjin Griken yn it godshûs brocht hie. Hy wist lykwols ek, dat der mear achter siet as in falske biskuldiging en dat Paulus ôfwikende mieningen hie op it stik fan 'e godstsjinst en hy joech de moed forlern om dêr noch oait wiis út to wurden. Hy wie in soldaet en nimmen koe fan him fergje dat er him yn sokke kwesjes jaen soe; gjin Romein koe oait bigryp krije oer dy barbaerske wetten fan 'e Joaden. En dochs soe er op koarte termyn in bislút nimme moatte: hy koe

Paulus, dy't Romeinsk boarger wie, net sûnder biwiis foroardielje en, as garnisoenskommandant fan Jeruzalem woe er de Joaden ek net op it sear komme. It wie miskien it bêste, dat er Paulus foar it Sanhedrin torjochtstean liet: de leden wiene ien foar oar deskundich yn godstsjinstfragen en soene maklik in útspraek dwaen kinne. Fansels wie it net fortroud om de finzene sûnder mear oan har oer to leverjen; hy, Lysias, woe der by wêze en hy hâldde de ein-bislissing oan himsels: sa goed koe er de fromme mannen wol!

De hegepreester Ananias glimke bitter, doe't dy moarns de oprop kaem om it Sanhedrin gear to Toppen. Sa fier wie it dus al kommen, dat de earste de bêste offisier it heechste rjochtskolleezje yn Israël opkommandearre, om him fan atfys to tsjinjen. Hwant mear wie it net, sa folle hie er al bigrepen, hjà mochten Paulus it forhoar ôfnimme en it fonnis útsprekke, mar dan stie it fierder oan Lysias oft it útfierd wurde soe of net. In sitting fan 'e Hege Rie, mei in Romein yn it formidden! It wie in hún foar it Sanhedrin, mar hja koene net mei fatsoen wegerje.

* * *

Dat de holle wie de hegepreester gjin jellen lang, doe't er de middeis de gearkomste iepene en it wurd joech oan 'e heech-eale Lysias, kommandant fan 'e kohorte, dy't har hjoed de eare oandie yn har formidden to wêzen. Lysias makke it net lang; hy sei, dat er tige bliid wie, dat sok in heech en deskundich kolleezje him helpe woe om ljocht to bringen yn in saek, dy't him as bûtensteander net maklik talike en hja koene der wis fan wêze, dat er earnstich mei har opfetting rekkenje soe. De hearen rjochters bûgden by wize fan tank; hwat hja tochten koe nimmen ôflêze fan har strakke gesichten.

En doe waerd Paulus ynbrocht, - sûnder hoeijen dizze kear - en koe it forhoar bigjinne. Fuort nei de earste fragen al fielde de apostel, dat it de rjochters net to rêdden wie om de wierheit; hja woene him ta elke priis foroardielje en bikroaden har net om it rjocht. Hy hie it net oars forwachte, mar likegoed die it him sear. En krekt om't er sels ien kear riedshear west hie yn it Sanhedrin en folslein op 'e hichte wie fan alle foarskriften, foel it him swier om al dit ûnrjocht to dragen en rêstich to antwurdzjen op 'e fragen dy't him steld waerden.

Op it lêst koe er him net mear stil hâldde en lûd, boppe it gegouns fan alle stimmen út, rôp er: ‘Mannen, bruorren, ik haw yn alles mei in goed gewisse God tsjinne oan't hjoed de dei ta.’ De hegepreester wist net hwat er hearde. Dat wie nou in Joad, dy't him biroppen hie op it Romeinske rjocht, in forrieder fan syn eigen folk, en dy fierde hjir in steil wurd tsjin syn rjochters! It hie better west, dat er him skamme en syn skuld bikende. En forgrime sei er tsjin ien fan syn tsjinners, dy't ticht by Paulus stie: ‘Slaen him oer de snút, dat er wit hwat er sizze en swije moat!’

It kaem oan, dy fûle slach lyk yn it gesicht, mar slimmer as de pine wie it ûnrjocht dat Paulus oandien waerd. Dit wiene nou de lieders fan syn folk en in heidensk offisier siet der by en seach it oan. Hy hie net heard, hwa't dat bifel jown hie, mar it moast ien fan 'e rjochters wêze en bitter foel er út: ‘God sil dy slaen, dû wytkalke muorre! Sitstû yn 'e rjochterstoel om my to oardieljen neffens de wet en hjitstû tsjin 'e wet om my to slaen?’

It waerd stil yn 'e seal. De Sanhedristen, yn bare ûntsetting, heven de hannen nei de himel. Soks wie noch nea bard, dat in finzene sokke dingen sei! Wytkalke muorre! Dat seach fansels op in pleistere grêf, dat fan bûten wyt en suver like en fan binnen fol wie fan ûnreinens en bidjer. En ien fan harren, doe't er fan 'e skrik bikommen wie en wer prate koe, sei: ‘Skelde jo Gods hegepreester út?’ Paulus fielde, dat er

to fier gien wie. ‘Ik wist net, bruorren, dat it de hegepreester wie; hwant der stiet biskreaun: In oerste fan dyn folk meistû net flokke.’

* * *

It forhoar gyng fierder. Oer dy slach-yn-it gesicht en de flokspreuk oer de hegepreester waerd net mear praet en sels oer dy kwesje fan Griken-yn-Gods-timpel foel gjin wurd mear. It gyng nou oer de lear fan Paulus, oer syn opfetting fan de wet en oer de timpeltsjinst en de rjochters praetten trochinoar en bistookten him mei fragen. Paulus fornaem al gau, dat der twa partijen wiene: Farizeën en Sadduceën en dat hja it lang net meiïnoar iens wiene. En dêrmei seach er de kâns om in fonnis foar to kommen. As it der op oan kaem stie er fierwei tichtst by de Farizeën, dy't leauden oan 'e opstanning en oan it bistean fan ingelen en lûd rôp er: ‘Mannen, bruorren, ik bin in Farizeër en as it giet oer myn lear, dan is dit it punt dêr't it op oan komt: ik wurd oardiele om 'e hope dy't ik haw op in opstanning út 'e deaden!’

Paulus hie sels net tocht, dat it him sa goed slagje soe, om de beide partijen tsjininoar út to spyljen. De Farizeërs forgeaten har haet tsjin de apostel en de Sadduceën gyngen forheftich tsjin har yn en easken syn dea. It waerd in wyld geskreau dêr yn 'e hege rjochtsseal en Lysias wist net mear hwat er der fan tinke moast. De hegepreester en syn Sadduseeske oanhing krongen op Paulus yn, mar in mannich wetgelearden gyngen foar him stean en namen it foar him op. ‘Wy fine gjin kwea yn dizze minske, en as der nou ris in geast of ingel ta him sprutsen hat? Lit ús dochs net tsjin God stride!’ Fansels woene de

Sadduceën der gjin praet fan hearre en al wylder en al lûder rôpen se tsjininoar yn, al lichter stiene se om Paulus hinne, al forheftiger swaeiden se mei de earmen....

* * *

Lysias riisde oerein. Hy hie al lang de moed opjown, dat er noch folle wizer wurde soe, mar dit wie ienfâldich waensin. As dit rjochtspraek wie neffens de wet fan Mozes, dan mochten de goaden him biwarje foar sok rjocht! It wie net iens mear fortroud, dat Paulus tusken dy hinde ynstie. As er noch ris sa'n set die, as doe by de trep nei it timpelpiein, dan wie al har skeel forgetten en foelen se meiïnoar oer him hinne. It waerd heech tiid, dat er fanwegen kaem.

Hy wonk in soldaet en wachte; gjin each hie er fan Paulus ôf: de fromme mannen soene de kâns net krije om in Romeinsk boarger fan kant to meitsjen dêr't hy libben by stie. Doe gyngen de doarren iepen en in peloton soldaten kaem de seal yn. De centurio seach him oan. ‘Bring de finzene nei de kaserne’, sei er koel. Hy seach har nei, doe't hja Paulus de doar útlaetten. Joaden, tocht er forachtlik. Oan it bigjin hie er har tasprutsen; it koe nou wol sûnder wurden. Heech en koel roun er de doar út. Doe't er bûten stie, hearde er noch de skille rûzjestimmen....

* * *

Dy nacht lei Paulus op syn sliepmatte oer de hurde flier fan 'e sel, wurch en mismoedich. Hwannear soe er sa wer frijkomme? Hy hie, minsklikerwize sprutsen, syn libben to tankjen oan Lysias, mar soe dy it weagje en lit him frij? It koe wiken duorje sa, moannen miskien, en hoe moast it dan mei syn wurk? Hy wie al in âld man nou, en hy woe noch sa graech nei Rome om ek dêrre it evangeelje to bringen.

En doe tocht er wer oan dizze frjemde rjochtspraek foar it Sanhedrin. Hie er der wol goed oan dien, sa't er de Farizeën tsjin de Sadduceën opset hie? It hie him yn elk gefal net holpen.... En dy flok: ‘God sil dy slaen....!’ Ien kear hie Kristus ek foar it Sanhedrin stien; dy hiene se ek yn it antlit slein, mar hy hie gjin flok útsprutsen.... En dy discipel, Stéfanus. Doe wie hy, Paulus, rjochter mei. As der ien wie, dy't it net paste om it Sanhedrin to flokken, dan wie hy it wol, Paulus fan Tarsus....

* * *

Doe wie it ynienen ljocht yn syn sel en flak by him seach er Jezus stean. O God, tocht er, en dat by my, op dizze dei! En troch de stille sel kaem de stim des Heare: ‘Hâld moed, Paulus, hwant allyk astû yn Jeruzalem fan my tsjûge hast, sa moatstû ek to Rome tsjûgje.’

Paulus wie tige bliid en lang lei er noch yn it donker to tinken oer de takomst. God hie him it kwea forjown en woe him ek nou noch brûke ta syn tsjinst. Hy wist net hoe en op hokker wize, mar hy soe it evangeelje forkundigje yn Rome, de haedstêd fan 'e wrâld. Miskien soe er der hinne gean as frij man, mei Lukas en de oaren; miskien as in finzene yn bannen. Hwat hindere it? ‘As ik swak bin, dan bin ik machtich’, sa hie er in kear skreaun yn ien fan syn brieven. Nou wie er swak, in âld man, in finzene fan Kristus, mar hy soe tsjûgje yn Rome. En mei in blide glim om 'e mûle joech er him ta sliepen.

It komplot
291

Fuort de oare moarns kamen de Joaden út Asia byinoar om to bipraten, hwat der nou barre moast. It wie wol hiel oars útkommen as hja tocht hiene: ynpleats dat er har doe by de timpel ûnder de hannen stoarn wie, siet Paulus nou feilich op 'e stins ûnder de hoede fan Lysias. Hwat in echte Joad noait dwaen soe: him biroppe op syn boargerrjocht-fan-Rome, dat hie hy bistien, dat nou wie it dúdlik, dat er wol wierliken in forrieder wie en in fijân fan syn folk. En sa'n ien doarst him dan noch in Joad en in Farizeër neame! Hwerom hiene se him doe fuortdaliks it mes net tusken de ribben set?

Mar faeks wie it noch net to let! Fansels koene se him neat meitsje salang't er yn 'e kazerne wie, mar as Lysias him jitris nei it Sanhedrin brocht, mei in stikmannich soldaten om him to bifeiligjen, moast it mooglik wêze om him ûnderweis fan kant to meitsjen. Der wie net folle kâns dat Lysias it jitris weagje soe, - sa bêst wie it him juster net bifallen! - mar as it Sanhedrin it sels frege, koe er it min wegerje. It wie ek wol wis, dat de hegepreester en syn oanhing har helpe woene; de Farizeën koene se der better bûten hâldde, dy fortrouden se net, nei hwat der yn 'e lêste gearkomste bard wie. En as it ien kear sa fier wie en

Paulus kaem de strjitte lâns, dan wie it dêrmei bisljochte: hja hoegden him mar to bisingeljen en him de dolk yn it hert to stekken en dan sa gau as it koe in goed hinnekommen sykje! It wie miskien it bêste, dat hja in pear Sicariërs fregen; dy haten Paulus net minder en wiene sok wurk wol wend!

* * *

Hja makken der daliks wurk fan en by einsluten krigen se fjirtich man byinoar dy't ré wiene om de oanslach to weagjen; mei minder koe it ek al net ta, as hja in wacht soldaten oermasterje soene. Hoewol, it hie syn biswieren, dat der safolle minsken mei mank wiene. Der hoegde mar ien bang to wurden en de saek to forrieden en dan wie alles om 'e nocht. Dat hja namen gjin risico, de fjirtich mannen, en allegearre swarden se in djûre eed, dat hja net ite noch drinke soene, ear't Paulus dea wie; de slimste forflokkingen rôpen se oer harsels yn, as hja de eed brieken.

Nou koe nimmen mear werom en doe't hja alles oan 'e ein ta trochpraet hiene, gyng der in députaesje nei de hegepreester en de âldsten. De hege hearen wiene daliks ré om to helpen: it wie in goede died om sa'n man dea to dwaen en mei de fijannen fan God en Syn timpel mocht men gjin meilijen hawwe; hja mochten bitrouwe, dat de Allerheechste har ûndernimming seingje soe. Moarnier soe de hegepreester sels mei Lysias prate en hja koene der steat op meitsje, dat Paulus noch foar de middei nei de Riedsseal brocht wurde soe. Oft er der ek oankomme soe, dat wie fansels in oare fraech! Dat stie oan har!

De députaesje bûgde djip en gyng doe werom nei de seal, dêr't har maten wachten. Nou koe de oanslach net mear mislearje en moedich gyngen se har wegen. Noch ien lange, liddige joun, noch ien koarte nacht.... Hja mochten net wer ite, mar hwat lette dat bytsje ûngeriif by it greate wurk, dêr't hja goed foar sein hiene? En moarn, as alles achter de rêch wie, en it tankoffer rikke op it timpelplein, koene se de skea wol wer ynhelje.

* * *

Dyselde oerdeis, wylst de fjirtich Joaden alles klear makken foar de oanslach, wie de Heare al dwaende om syn tsjinstfeint Paulus to rêdden.

Hwant by alle foarsorgen hiene de Joaden ien ding forgetten: dat it ûnmooglik is in saek stil to hâlden, dy't safolle minsken witte. Fansels soe it net yn har opkomme en praet oer soks mei frjemd, mar elk hie syn freonen wer en dy hiene wer har kunde en sa gyng dat. It wie op it lêst in saek, dy't elke fromme Israëlyt oangyng!

Dat sa kaem it, dat in soan fan Paulus' suster it hiele komplot to witten kaem. Hy wie net in Kristen, dizze jongeman, en hy tocht oer mannich ding gâns oars as syn omke, mar dêrom wie er net fan doel om syn memme broer sa mar koelbloedich formoardzje to litten. Sokke tiden krûpt it bloed dêr't it net gean kin!

Sûnder him to bitinken sette er de stap nei de kaserne en frege oft er Paulus sprekke mocht. De wachtkommandant hie der gjin biswier tsjin en brocht him daliks yn 'e sel. Yn koarte wurden fortelde er syn boadskip en doe't Paulus it wist, stjûrde er him mei de de centurio nei Lysias. De chiliarch wie daliks ré om him to reden to stean; hy naem him by de hân en laette him nei in plak, dêr't hja ûnbihindere prate koene. En foar de twadde kear fortelde de jongeman hwat er heard hie. ‘De Joaden sille jo moarn freegje, oft Paulus noch ien kear foar de Rie komme mei, mar lit jo net fan har biprate, hwant fjirtich man hawwe harsels mei in banflok forboun om him ûnderweis to deadzjen; hja wachtsje allinne noch mar op jins tawurd.’

* * *

Claudius Lysias leaude fuortynienen, hwat de jongeman sei. Dit wie krekt hwat foar dy fanatike Joaden, sa'n leffe moart op in ûnskuldich man. En earnstich sei er: ‘Ik bin bliid, dat jo my dit oanbrocht hawwe; gean nou en siz tsjin gjin ien, dat ik alles wit!’ Hy seach de jongfeint nei, sa't er dêr hinneroun oer it binneplein. Sokke Joaden moasten der mear wêze en hwat minder fan it soarte fan it Sanhedrin! Hwat moast er nou sizze, moarnier, as hja om Paulus kamen? Hy hie gjin biwiis en de fromme mannen soene it him kâldwei ligen hjitte, as er der op yn frege. Fansels koe er ek in sterk eskorte soldaten meijaen, mar dy rebellen soene lykwols de oanslach weagje en dan roun it út op in oproer.

Der wie mar ien oplossing: Paulus moast foar de nacht noch fuort en hy, Lysias, moast krekt dwaen as wist er fan neat. As er him nei Caesaréa stjûrde, nei Felix, dan wie Paulus feilich en hoegde hy de hegepreester net foar de holle to stjitten. Hy gyng de kaserne yn en rôp twa centurio's. ‘Joun, as it donker is, giet de finzene Paulus op transport nei Caesaréa; soargje dat der om njoggen ûre twa hûndert swierbiwapene soldaten klear steane, mei tachtich ruters en noch twahûndert speardragers. It fuotfolk giet mei oan Antipatris ta en giet dan werom; de ruters geane mei Paulus fierder en bringe him by de procurator, mei in brief, dy't ik noch skriuwe sil.’

Hy wonk, dat hja gean koene en sette him ta skriuwen. It wie in pak fan syn hert, dat er de saek-Paulus oan Felix oer dwaen koe; dy moast mar sjen, hoe't er it meitsje soe mei dy forgrime Joaden en mei dy nuvere apostel. Yn elk gefal soe er goed útkomme

litte, dat Paulus ûnskuldich wie en dat er it Romeinsk boargerrjocht hie. Dat er him earst foar in Sicariër oansjoen hie en dat er omtrint ûnskuldich gisele wie, dat hoegde der net sa lyk yn.

Doe't er klear wie, lies er it noch ris lûd-op oer.

> ‘Claudius Lysias oan 'e Heecheale procurator Felix: Groetenis.
> Om't dizze man fan 'e Joaden finzen nommen wie, en hja him deadzje woene, haw ik him mei myn soldaten ûntset, hwant ik hie heard, dat er Romeinsk boarger wie. En om't ik krekt witte woe, hwat hja op him tsjin hiene, haw ik him foar har Rie brocht en dêr die it bliken, dat er biskuldige waerd oer striidfragen fan har wet, mar dat er neat dien hat, de dea of de boeijen weardich. Doe't my lykwols oanbrocht waerd, dat de Joaden in oanslach tsjin him yn it sin hiene, haw ik him fuortdaliks nei jo tastjûrd en syn biskuldigers oplein om foar jo to forskinen en to sizzen, hwat hja tsjin him hawwe. Farwol.’

Mei soarch segele er it skriuwen en brocht it oan 'e kommandant fan it hynstefolk. It wie sa it bêste! As er Paulus losliet, roun it op in moart út en dêr koe fan alles út fuort komme.

De jouns op 'e stelde tiid, by it rossich ljocht fan 'e fakkels, stie de troep marsfeardich. Foar it lêst joech Lysias syn oarders, foar it lêst seach er nei de finzene op syn ezel, tusken de hynders yn. In wurch âld man op in ezel en dêr wiene nou fjouwer hûndert en tachtich man om yn 'e wapens.... Joaden! En doe glimke er: hy wie al binijd hoe'n gesicht de mannen fan it Sanhedrin moarn sette soene! Hy stiek de hân op. Skrille kommando's klonken oer it binneplein. De mars wie bigoun....

* * *

Al yntiids de oare moarns stiene Ananias en in pear fan 'e âldsten foar de kommandant. Net sûnder swier droegen se har forsyk foar. It wie wier, dat it dy deis foar it Sanhedrin net gien wie sa't it moast, mar it kaem sa ûnforwachts, der hie suver gjin tiid west om de saek goed nei to gean. Mar nou wie der wer in rjochtssitting útskreaun en hja bitrouden, dat de kommandant de finzene noch ien kear stjûre woe; hy koe der steat op meitsje, dat it allegearre neffens de foarskriften gean soe en dat der dizze kear in útspraek folgje soe.

Claudius Lysias sette in tige forheard gesicht. Hwat trof dat nou ûngelokkich! Fansels hie er Paulus graech jitris foarbringe wollen, mar nou koe it net: justerjoun wie er op transport gien nei Caesaréa. As er dit witten hie.... It wie spitich, mar it koe net mear forholpen wurde. En it wie sa't hja seine: fan 'e Rie hie er doe dy deis net folle help hawn. Dat dêrom hie er de finzene nei Felix stjûrd; hy wie nou ienris soldaet en gjin rjochtsgelearde. Ja, dat muoide him nou al, mar hja koene fansels nei Caesaréa gean en dêr har biskuldiging ynbringe; hy hie skreaun dat hja komme soene, dat de procurator forwachte har.

Hy glimke freonlik, mar it ûntkaem him net, dat de froede mannen wyt waerden fan woede. Al hwat hja tocht hiene, dit net! Hja stammeren hwat: dat it net oars wie en dat hja bitrouden, dat de procurator rjocht dwaen soe; en sa gau as it mei goed fatsoen koe gyngen se fuort. Bûten, doe't gjin ien har mear hearre koe, seine se har miening oer de Romeinen yn it algemien en oer Claudius Lysias yn it bysûnder.

* * *

Mar slimmer noch as foar de hegepreester en syn oanhing, wie de tiding, dat Paulus net komme soe, foar de fjirtich Joaden, dy't op him wachten. Nou wie dochs alles noch om 'e nocht, nou wie dy forrieder dochs noch ûntkommen, nou kaem er op it slimst mei gauwens wer frij. En mei skrik tochten se oan 'e swiere eed, dy't hja sward hiene. It wie in great kwea sa'n eed to brekken, mar it soe der dochs fan komme moatte: net ite en net drinke stie gelyk mei selsmoart en dat wie noch slimmer sûnde. Dat hja soene nei de timpel moatte en de preester moast har ûntheevje fan har bilofte; it soe gâns djûre offers fergje, dat wie wol wis. Mar it slimste wie, dat har plan mislearre wie en dat Lysias har to fluch ôf west hie. Hy moast der hwat fan witten ha, oars koe it noait sa treffe. God mocht se fordylgje, al dy Romeinen en alle forrieders dy't it mei har hâldden!

* * *

En wilens, oer de moudige wegen, yn 'e gleone simmersinne, ried de apostel Paulus. It hie gjin maklike reis west en alle lea wiene him stiif en pynlik, mar lykwols tilde him it hert fan blidens. Hy wie in finzene en syn hannen wiene boeid, mar hy hie it wurd fan syn Heare sels, dat wurd dat er heard hie yn 'e sel to Jeruzalem: dat er dochs noch to Rome komme soe en dat er ek dêrre it evangeelje forkundigje mocht. Nou wie God dwaende om Syn bilofte wier to meitsjen: dizze frjemde reis nei Caesaréa wie oars neat as it bigjin fan syn fjirde sindingsreis. Hy koe it net helpe, mar hy moast glimkje, dat de Almachtige syn apostel in liifwacht meijoech fan tachtich heidenen.... Dit moasten Lukas en de oaren ris witte!

Foar Felix
292

De procurator Antonius Felix wist net hwat er der oan hie, doe't de tachtich ruters it binneplein fan syn paleis oprieden en de finzene Paulus foar him brochten. Lysias die it net foar in bytsje: in ôfdieling hynstefolk, en dat om ien inkelde Joad. Doe't er lykwols it brief fan 'e chiliarch lêzen hie, waerd alles him dúdlik. Dus dizze âlde Joad yn syn wide mantel en mei de boeijen om wie in Romeinsk boarger en dat folk fan Jeruzalem woe him ta elke priis deadzje. It wie bêst mooglik, dat Lysias gelyk hie en dat er ûnskuldich wie. Hy mocht wol oppasse.... It koe bêst wêze, dat sa'n man noch freonen hie to Rome, dy't him de hân boppe de holle hâldden. Stadich roun er op Paulus ta. ‘Ut hokker provinsje komme jo?’ De apostel antwurde: ‘Ut Cilicië, hear.’ Felix knikte. Dus dochs in man út in achterôf-provinsje, dy't tafallich it boargerrjocht hie! ‘Goed’, sei er út 'e hichte, ‘ik sil jou saek ûndersykje, sadré't jou biskuldigers kommen binne.’ Doe rôp er in centurio en liet Paulus fuortbringe.

* * *

Fiif dagen letter wie der al in députaesje út Jeruzalem: de hegepreester Ananias yn fol ornaet, in mannich âldsten en in atfokaet Tertullus, dy't tige thús wie yn it Romeinske rjocht. De mannen fan it Sanhedrin bigriepen, dat it forhoar foar Felix har lêste kâns wie om Paulus foroardiele to krijen en hja wiene fan doel om alles op alles to setten. Dêrom hiene se ek in rjochtsgelearde meinommen en hja hiene in hege forwachting fan him: Tertullus liet him djûr bitelje foar syn tsjinsten, mar hy forstie syn fak. Mei inkelde sinnen soe er Felix op it heechste priizgje en dan Paulus op it slimste swart meitsje: hy wie in rebel, dy't oeral oproer makke en dy't bisocht hie om 'e timpel to ûntwijen. Dat lêste wie fansels gjin biwiis foar, mar dat wie foar Tertullus yn it minst gjin biswier!

Doe't Felix him it wurd joech, kaem er nei foaren en makke in djippe bûging. Lûd, suver twingend, gyng syn stim troch de wide seal: ‘Dat wy troch jo, heecheale Felix, in greate frede genietsje, en dat dit folk troch jins wiis bistjûr gâns forbetteringen barre meije, nimme wy yn allen en allerwegen mei greate tankberens oan.’ Felix seach mei greate eagen nei de gekarde sprekker; it wie neffens de regels fan 'e kunst, dat in atfokaet syn taspraek bigoun mei in kompliment oan 'e rjochter, mar dit wie hast hwat al to moai: hy soe ek wier net witte, hwannear't er de Joaden oait reden ta tankberens jown hie! Dy atfokaet soe him dochs net fyntsjes de gek oanstekke?

Mar Tertullus, as hie er neat bysûnders sein, gyng rêstich fierder. ‘Mar om't jo der net fan hâlde om yn it iepenbier priizge to wurden, swij ik dêr fierder oer en forsykje ik jo om ús mei jins bikende skiklikens koart oan to hearren.’ Hy glimke sa minlik, dat sels Felix bigoun to tinken, dat er it miende en wonk, dat er fierder gean koe.

Tertullus draeide him om en wiisde nei Paulus. ‘Wy hawwe bifoun, dat dizze man in pest is, in great foarstanner fan 'e partij fan 'e Nazareners en dat er de hiele wrâld oer oproer makket ûnder de Joaden, ja, dat er sels bisocht hat de timpel to ûnthilligjen. Dat dêrom hawwe wy him ek grepen en as jo himsels ûnderstean oer al dy dingen, dan sil it bliken dwaen, dat wy neat to folle sein hawwe.’

De Joaden sprongen oerein en bigounen nou allegearre tsjin Paulus op to sprekken. It wie krekt sa't Tertullus sein hie, dy man hie de dea-straf fortsjinne! As de procurator him mar skerpernôch foar it forhoar naem, soe er it fêst meistimme. Sa goed koene se nammers de apostel wol, dat er him dochs altyd gean liet sokke

tiden en dingen sei, dy't tsjin 'e wet yngyngen. Miskien soe it dan dochs noch op in deafonnis útrinne.

Mar Antonius Felix wie dizze kear net fan doel om de Joaden har sin to jaen; hy mocht dat greatske folk dochs al net lije en bûtendat wie Paulus boarger-fan-Rome. Hy hie de taspraek fan Tertullus heard en hy wie tige binijd, hwat Paulus der tsjin ynlizze soe. ‘Jo kinne jo fordigenje’, wonk er.

En wer stie de apostel foar syn fûle fijannen, lyk as dy kear op it timpelplein en, de deis dêroan, yn 'e seal fan it Sanhedrin. Mar dizze kear forgeat er net, dat it om syn libben gyng en dat er foar syn rjocht opkomme moast. Dy beide oare kearen hie er it evangeelje forkundige, mar nou spriek er koart en skerp, as in rjochtsgelearde, dy't de arguminten fan syn tsjinpartij wjerleit.

* * *

‘Om't ik wit, hear procurator, dat jo al forskate jierren as rjochter steane oer dit folk, forantwurdzje ik my mei goede moed. Lyk as jo witte kinne, bin ik nei Jeruzalem gien om to oanbidden en om in kollekte

oer to dragen oan myn eigen folk en wie ik tolve dagen lyn noch yn dizze stêd: hoe soe ik dan oait de tiid hawn hawwe om to Jeruzalem in oproer to meitsjen? Sa net, der is net ien dy't sjoen hat, dat ik yn 'e stêd, of yn 'e timpel, of yn 'e synagoge it folk opsette en Tertullus, hoewol't er gâns kwea fan my sein hat, hat gjin inkeld biwiis bybrocht. Allinne ien ding, dat er neamd hat, wol ik bikenne: dat ik in Nazarener bin, mar jo witte sels, dat wy, Nazareners, gjin partij binne, lyk as de Joaden sizze en dat wy net tsjin it regear opsteane. Wy binne neat minder as alle oare Joaden en wy leauwe alles, dat biskreaun stiet yn 'e wet en de profeten.

Mar nou wie ik dan nei lange jierren foar it earst wer yn 'e timpel om offers to bringen foar in pear mannen fan myn folk, en doe't ik my dêr ta hillige, troffen de Joaden út Asia my, mar ik wie net dwaende om it folk ta oproer oan to setten en ik hie gjin heidenen by my. Dat dy Joaden út Asia, *dy* hearden hjir foar jo to stean, as hja hwat tsjin my hawwe. Of oars moatte dizze mannen út Jeruzalem mar sizze hwat ik misdien haw, hoewol, dan kinne se oars net bybringe as dat iene wurd, dat ik útrôp yn har Rie: “Oer de opstanning fan 'e deaden wurd ik fan jimme oardiele” - mar oan in opstanning leauwe ek de measte leden fan it Sanhedrin.’

* * *

Doe't Paulus sitten gien wie, doarst net ien fan syn biskuldigers mear tsjin him yn to lizzen; sels de atfokaet Tertullus frege net mear it wurd. Hja hiene hope, dat Paulus him forprate en to folle sizze soe, mar hy hie ynpleats al har biskuldigingen wjerlein. De procurator riisde oerein, hy wist nou genôch en hy leaude nou mei Lysias, dat de apostel ûnskuldich wie. As it soe sa't it hearde, dan moast er him nou loslitte, mar dat woe er dochs ek net dwaen: hy woe net graech it hiele Sanhedrin tsjin him hawwe, nou't der dochs al klachten oer him wiene to Rome. It soe it bêste wêze, dat er de saek noch ris oanseach en letter útspraek die. It wie ek net ûnmooglik, dat dy Nazareners ris wer in greate kollekte hâldden en genegen wiene om har foaroanman los to keapjen. Sa'n kâns koe er him net ûntkomme litte. ....‘Ik sjoch, nei alles hwat ik heard haw, gjin reden om in fonnis út to sprekken’, sei er koel. ‘Mar om't der mooglik oare kanten oan dizze saek binne, wol ik earst noch mei Lysias prate; de saek wurdt oanhâlden oan't Lysias to Caesaréa komme kin.’

En dêr koe de députaesje út Jeruzalem mei hinnegean: har plan wie wer mislearre en forgrime teagen se de oare deis wer nei hûs. Der wie noch ien treast: Paulus wie noch net frij en it koe noch gâns in skoft duorje, ear't Lysias by de procurator kaem. Miskien soe Felix him wol forjitte en kaem er noait wer frij....

Mar ek dat roun oars as hja tochten. De procurator joech opdracht dat Paulus it sa goed mooglik ha moast: hy hoegde de boeijen net mear om en hy krige in aparte keamer, dêr't er alle dagen syn freonen ûntfange mocht. En as de iene of oare him hwat bringe woe, iten, of boeken, of klean, dan hie er dêr alle frij ta.

* * *

In deimannich letter waerd de apostel op 'e nij foar Felix brocht, mar dizze kear wiene der gjin Jeruzalemmers om him to biskuldigjen en gjin atfokaet om him swart to meitsjen; njonken de procurator op in hege stoel siet syn jonge frou, Drusilla. Hja hie al hiel hwat ûnderfoun, dizze dochter fan Herodes Agrippa: earst hie se trouwe sillen mei in heidenske prins, mar dat wie oergien, om't de jongeman him net bisnije litte woe; doe wie se troud mei in kening dy't likemin bisnien wie en ta bislút wie se, sechstjin jier âld, by har man wei-roun en de frou fan Felix wurden.

Hja hie al faek fan Paulus heard en wie bliid, dat hja him nou sels hearre koe. In Joad, dy't tagelyk boarger-fan-Rome wie, in gelearde, dy't it mei de Nazareners hâldde, dat moast wol in bysûnder man wêze. Hy soe wol bliid wêze, dat er nou ek foar har sprekke mocht en as er it tige moai makke, hwa wist, soe se dan net in goed wurdtsje foar him dwaen by Antonius....

Drusilla hearde binijd nei it wûnder forhael fan 'e Messias, dy't stoarn wie oan it krús en opstien út 'e deaden en dy't ien kear komme soe om to oardieljen de libbenen en de deaden. Hja leaude der neat fan, mar it wie dochs as fielde se, dat dy finzene yn syn rûge mantel, lokkiger wie en blider as hja yn it paleis fan har man. Felix, dy't gjin Joad wie en fan al dy dingen noch minder ôfwist as Drusilla, seach binijd fan de strange apostel nei dat jonge, bloeijende frommis. Hy wist net oft it wol forstannich west hie om Paulus sprekke to litten. As Drusilla it har ris oantriek en werom woe nei har wettige man. Hy moast der net oan tinke....

En doe't Paulus bigoun oer gerjochtichheit en in earber libben en oer it lêste oardiel, riisde er hastich oerein. ‘Ik haw nou hjoed gjin tiid mear, mar as it sa út komt, sil ik jo noch wol ris hearre.’ Hy seach Paulus nei, doe't er tusken de soldaten yn de seal útroun. In wûnderlik man, mei syn lear fan in Messias-oan-it-krús, mar ek in man dy't leaude hwat er sei en dy't der nei libbe. En bang wie er net, dat hie ek nou wer bliken dien! Noch noait hie er it earder meimakke, dat in finzene him sa de wierheit sein hie. Frjemd, mar hy hearde him dochs noch leaver as dy

Tertullus mei syn fluenske praetsjes. Allinne Drusilla, dy koe der better net by....

* * *

Noch forskate kearen liet Felix syn finzene komme en hiene se in lang en earnstich petear en elke kear weroan waerd it him dúdliker, dat dy ienfâldige Joad mei syn wrede wurk-hannen in great man wie. Mar by alle achting dy't er foar de apostel hie, kaem it dochs net by him op om syn boadskip oan to nimmen en him to bikearen; hy woe net brekke mei syn sûndich libben, hy koe gjin ôfstân dwaen fan amt en eare en jild en net fan Drusilla. Hy koe der sels net ta komme om Paulus frij to litten, hoewol't er nou al lang wist dat er ûnskuldich wie, hwant altyd hie er noch de forhoping dat de freonen fan 'e apostel him jild biede soene.

Sa gyngen de wiken en de moannen foarby en it waerd twa jier en noch altyd siet Paulus yn it paleis fan 'e procurator. It foel him tige swier en as er dat wurd des Heare net hawn hie, dat wurd, dat er ek noch to Rome komme soe, dan hie er it faeks net drage kinnen. En doe kaem der ynienen in nije kâns: Felix waerd weromroppen nei Rome en moast him forantwurdzje foar de keizer. Paulus hope, dat er him dan nou loslitte soe, mar der harde neat. Der wiene safolle klachten oer de procurator ynkommen to Rome, klachten foaral ek fan it Sanhedrin, dat er de Joaden net mear forbitterje doarst; allinne om har in deugd to dwaen liet er Paulus sitte en droech er him oer oan syn opfolger, Festus.

It wie in bittere toloarstelling foar de apostel, mar hy moast him skikke. God soe it goed meitsje mei him, op Syn tiid. Mar it lei him al by, dat er de reis nei Rome net as frij man meitsje soe.

Foar Festus
293

De nije procurator, Porcius Festus, wie in better man as syn foargonger: hy tocht net alderearst oan himsels en liet him net omkeapje, lyk as doetiids de measte amtners; spitigernôch wie er ek wer net de sterke figuer, dy't yn koarte tiid goed meitsje koe, hwat Felix yn in lange rige fan jierren bidoarn hie. Fan it regear to Rome hie er de opdracht krigen om it gesach heech to hâlden en de Joaden sa folle as it koe to mijen; fierder wist er neat fan syn nije provinsje en neat fan 'e Joadske wetten en fan 'e Joadske godstsjinst. Dat makke, dat er yn it earstoan frjemd foar sokke dingen oerstie en, by al syn goede bidoelingen, net wist hoe't er der mei oan moast; it wie ek de reden, dat er, sûnder itsels to wollen, Paulus in great ûnrjocht oandie.

Hy hie, doe't er to Caesaréa oankaem, de finzene Paulus oernommen en de stikken fan it proses lêzen en hy wist net, hoe't er der mei oan moast. It wie sa tsjinstridich allegearre: Lysias wie fan bitinken dat er ûnskuldich wie, mar hy hie him net loslitten; Felix wist, dat er Romeinsk boarger wie en liet him twa jier sitte sûnder fonnis. Oan 'e oare kant liet er him yn it tichthûs alle frij en mocht er elk ûntfange dy't er woe, wylst syn eigen folk alle war die om him foroardiele to krijen! Hoe moast men nou oait wiis wurde út sok in saek? Der moast dochs mear achter sitte, as it op it each like, it iene of oare forgryp tsjin de Joadske wet, dat in Romein sa net oanfielde, mar dat it Sanhedrin tige heech opnaem. Alhoewol, dy atfokaet Tertullus like net folle biwizen bybrocht to hawwen. Yn elk gefal soe hy, Festus, de saek ûndersykje en ta in ein bringe; hoe frjemd en bitiisd it ek wêze mocht, nei twa lange jierren koe it net langer sloere. En hwat er to Rome al mear as ien kear heard hie, dat Juda gjin maklike provinsje wie, dat wist er nou út ûnderfining!

* * *

Trije dagen nei syn oankomst to Caesaréa gyng Festus op reis nei Jeruzalem. Hy wie der noch hast net, of de mannen fan it Sanhedrin sprieken him oan. Mei in floed fan wurden bisochten se him út to lizzen, dat Paulus de wetten skeind en de timpel ûntwijd hie en dat allinne de Hege Rie him oardielje koe. Dat as de procurator him nei Jeruzalem stjûre woe.... Hja hiene it Felix destiids ek al frege, mar dy woe it net, hoewol't er oan Paulus' skuld leaude; oars soe er him nammers lang al frij litten ha! Mar nou wie der in nije lânfâld en hja twivelen der net oan, dat dy har âlde rjochten earbiedigje soe....

De fromme mannen glimken freonlik, mar ûndertusken wachten se fol spanning op it antwurd fan Festus. As er der op yngyng, as dy forrieder werklik to Jeruzalem kaem, dan wisten se wol wegen om him

to deadzjen, noch foar't er yn 'e rjochtseal wie. En hwerom soe er it net tastimme? Elke nije procurator tinge om 'e gunst fan it Sanhedrin en fan har moartplannen koe er neat witte.

Mar Porcius Festus, hoewol't er der gjin aen fan hie hoe fûl har haet tsjin Paulus wie, liet him dochs net sà maklik fan syn stik bringe. ‘De finzene is boarger-fan-Rome’, sei er koel, ‘dat ik sil sels it fonnis oer him sprekke. Mar ik gean mei gauwens wer nei Caesaréa: lit dan in pear fan jimme mei gean en him biskuldigje, as er kwea dien hat.’ En hwat hja der ek tsjin ynleine, dêr bleau it by.

* * *

In dei of tsien letter gyng Festus op reis nei syn haedstêd en yn syn gefolg reizge in députaesje út Jeruzalem. Hja hoegden net lang geduld to dwaen: fuort de oare deis waerd de rjochtsitting hâlden en waerd Paulus foarbrocht. Festus siet heech en strang op syn rjochterstoel, mar syn earste rjochtspraek forroun gâns oars as er tocht hie. Doe't de Joaden har âlde fijân seagen, koene se net rêstich sitten bliuwe: hja sprongen oerein en krongen om 'e lânfâld gear. Forheftich bigounen se Paulus to biskuldigjen, al de âlde leagens kamen se wer mei oandragen en yn har ûnhillige iver bitochten se der noch in rige nije by. Fansels hiene se gjin biwizen, mar dat hindere neat: hoe mear biskuldigingen, hoe langer it ûndersyk duorje soe en hoe langer dy forrieder sitte moast.

En midden tusken dy roppende twingende Joaden siet Porcius Festus; hy wist net mear, hoe't er hjir mei oan moast, hy wie lilk, dat dy barbaren him de lieding út hannen namen en hy doarst har net strang oanpakke. Dus sa wiene se, dat Joade-folk! En dit wiene dan noch net de earste de bêste, mar de lieders en de foaroanmannen! It wie helte slimmer as er tocht hie. Hjir wiene biskuldigingen by, dêr't neat fan yn 'e stikken stie. Forheftich rôp er om stilte en joech Paulus it wurd.

De apostel spriek koart en rêstich. It wie net wier dat er de wet fan 'e Joaden oertrêdde hie; hy hie gjìn heidenen yn 'e timpel brocht en, al leaude er yn 'e Heare Jezus Kristus, dêrom stie er noch net tsjin 'e keizer! Dy't it oars sei, dy moast biwizen bybringe! Festus seach fan 'e iene op 'e oare. Dy finzene koe gjin misdiediger wêze en al dy hege rjochters koene dochs ek net mei falske biskuldigingen oankomme! Hy hie noait tocht, dat dit amt sa swier wêze koe.

En sa't er dêr siet yn 'e wide seal, de heecheale Festus, hie er neat mear fan in rjochter, dy't boppe de partijen stie en heech en koel it rjocht bistelde: hy wie oars net as in amtner, dy't net wist hoe't er mei dizze kwesje oan moast en graech foar syn plicht weiwine woe. Hy doarst net fuort de earste kear tsjin dy Joaden yngean en hy koe Paulus ek net alhiel oan har oerleverje. As hja nou beide hwat skikke woene....

Hy seach de apostel oan. ‘Fine jo it goed, dat jo to Jeruzalem foar it Sanhedrin forskine, as ik sels ek mei gean? Ik wit sa'n bytsje fan dy godstsjinst fan jimmes....’ Paulus wist net hwat er hearde. Dit foel him al ôf fan in man as Festus. As er hjir op yngie, wie it mei him ôfroun; hja soene ienfâldich in binde Sicariërs hiere en him ûnderweis formoardzje. Bigriep Festus dat nou wier net, of woe er him opofferje, allinne om de Joaden in deugd to dwaen? De mannen fan it Sanhedrin knikten forheftich: dat wie it bêste, in rjochtsitting to Jeruzalem, en de procurator der ek by; der koe sels de finzene gjin biswier tsjin ha! Paulus skodholle forheftich. As hja mienden, dat de slach al woun wie, dan hiene se it mis. Hy liet him net forkeapje en leverje dêr't er sels by wie! Sels net, al moast er noch wer langer op in útspraek wachtsje en soe er de lange reis nei Rome yn bannen meitsje!

Hy gyng lyk foar Festus stean en lûd sei er: ‘Ik gean net nei Jeruzalem, dêr't myn slimste fijannen myn rjochters wêze soene. Jo koene witte, dat ik de Joaden neat misdien haw, mar as der dan neat wier is fan hwat hja tsjin my ynbringe, dan hawwe jo net it rjocht en leverje my út gunst oan har oer. Ik haw net om 'e nocht it Romeinske boargerrjocht: ik birop my op 'e keizer en ik wol foar syn rjochterstoel oardiele wurde. As ik de dea fortsjinne hie, soe ik myn straf drage en rêstich stjerre, mar nou't ik ûnskuldich bin, wol ik foar keizer Nero stean.’

De mannen fan it Sanhedrin bieten op 'e tosken. Nou koe elk dan mar sjen, dat dy Paulus net mear by har folk hearde, dat er minder wie as in heiden: in Joad, dy't wegere foar syn eigen rjochters to stean en dy't him birôp op 'e keizer! Der wie mar ien treast, tochten se bitter: Nero wie ek net maklik en as er nei Rome gyng, dy forrieder, koe it him likegoed noch wol it libben kostje! As er to-minsten gyng! Hwant hy hie hàr net allinne misledige, mar mei dit birop kaem er ek de procurator to-nei. It wie as hie er tsjin Festus sein: jo dogge my ûnrjocht, ik sil om in oare, in better rjochter sjen! It wie de lânfâld oan to sjen, dat er him op it sear kommen wie: hy hie in kleur krige en nou rieplachte er mei syn tsjinners. Hja soene der wol hwat op fine om it birop op 'e keizer ôf to wizen en dan koe der noch fan alles barre. Miskien kaem er dochs noch to Jeruzalem!

Mar Porcius Festus wie dochs in oar man as Felix. De wurden fan Paulus mochten him dan oan it gefoel kommen wêze, dêrom woe er him syn birop net wegerje. It wie sa't Paulus sein hie: hy hie it allinne foarsteld om de Joaden in gunst to dwaen; as er dit witten hie, soe er it oars dien ha. Mar de finzene hie it oars ek wol skikke kinnen! Hy, Festus, de lânfâld fan 'e keizer, wie dochs mânskernôch om him to bi-

skermjen tsjin 'e oanslaggen fan 'e Joaden! En nou moast er nei Rome! Hwat soene se yn 'e haedstêd sizze, as er in man opstjûrde dy't neat tsjin de wetten fan Rome dien hie en miskien net iens tsjin dy Joade-wet? Mar it wie nou to let!

En wer gyng er op 'e rjochterstoel sitten en koart, hast hwat spitich, die er syn útspraek. ‘Op 'e keizer hawwe jo in birop dien, ta de keizer sille jo gean.’ Mei greate stappen roun er de seal út. Hy hie him syn earste rjochtspraek al oars foarsteld!

Kening Agrippa
294

Net lang nei dizze earste rjochtssitting to Caesaréa krige de procurator heech bisyk: kening Agrippa en syn suster Berenice kamen by him en waerden mei gâns earbitoan ûntfongen. Marcus Julius Agrippa wie in soan fan Herodes Agrippa, dy't de apostel Jakobus ombrocht hie; by syn heite dea wie de jonge keningssoan noch mar sawtjin jier en koe er dus net opfolgje; ynpleats wie er letter kening wurden fan in rykje, earne by de Libanon en noch wer letter fan in greater gebiet, dêr't ek in diel fan Galiléa by hearde.

Lyk as destiids syn heit, wie ek Agrippa bikend mei de Joadske wet en die er him yn it iepenbier foar as in echte Joad; as it der op oan kaem fielde er lykwols neat foar syn eigen folk en tocht er allinne om syn eigen eare en gloarje; yn syn hert wie er in heiden en hy woe alles wol dwaen foar de gunst fan 'e keizer. Dat die ek, dat er der sa gau by wie om Festus to bigroetsjen: it koe noait kwea om goede freonen to wêzen mei in man, dy't konneksjes yn Rome hie. Hy skamme him net om syn suster, dêr't er mei libbe as wie it syn frou, mei to nimmen nei it paleis fan 'e procurator.

Lyk as har suster Drusilla, de frou fan Felix, hie ek dizze dochter fan Herodes Agrippa al hiel hwat bilibbe: hja hie earst forloofd west mei in Joad út Alexandrië, doe wie se troud mei har eigen omke, - hwat strang forbean wie by de Joadske wet! - en dêrnei wie se meast mei har broer op en ût. Fansels spriek hiele Juda der skande fan en foar de skyn naem se doe in oare man, al wie se dan noch faek mei har broer op stap. Dyselde Berenice, dy't nearne net om joech, koe har lykwols ek foardwaen as in fromme Joadin; hja kaem wol yn 'e timpel en op in kear hie se sels in skoftsje Nazireër west.

It foldie de hege gasten mar skoan to Caesaréa en hja bleauwen der noch al hwat. Doe't Felix fornaem, dat Agrippa op 'e hichte wie fan de Joadske wetten, kaem er op it idé om him rie to freegjen oangeande Paulus. It wie fêst, dat de apostel nei Rome gean soe, dat koe net mear oars, mar as er him stjûrde, soe er ek in rapport oerlizze moatte dêr't yn stie, hwat de oanklacht wie en al woe er noch sa graech, hy wist net hwat er dêrfan skriuwe moast. Agrippa hie forstân fan dy dingen, faeks dat dy helpe koe.

Hy lei de kening de hiele saek út, foarsafier't er dy wist út 'e stikken en út ûnderfining en Agrippa harke mei greate niget. Hy koe it him sa skoan yntinke, de reis fan Felix nei Jeruzalem, de twingende Sanhedristen, dy frjemde rjochtssitting to Caesaréa en, ta bislút, it birop op 'e keizer. Miskien hie Paulus noch gelyk: dy fromme mannen wiene ta alles yn steat; as er sels foar de kar stie, hie er keizer Nero ek leaver as it Sanhedrin. Mar dat de procurator der mei oan wie, hwat er skriuwe moast, dat koe er him ek foarstelle. Foaral dat Paulus leaude oan in Messias, dy't stoarn wie oan it krús en oan in opstanning út 'e deaden, koe in Romein him ienfâldich net bigripe. It wie nammers ek ûnsinnich! En dochs, as Felix sa de gong fan it proses fortelde, dan wie dy Paulus ek wer gjin man, dy't him alles sa mar

wysmeitsje liet. ‘As it kin’, sei er, ‘soe ik dy finzene graech ris sjen en hearre wolle.’ Felix, dy't neat leaver woe, sei it fuortynienen ta. ‘Moarn sil ik him foar jo bringe.’

* * *

It waerd in hiele plechtichheit, dy deis yn it praetorium to Caesaréa; net allinne de keninklike gasten wiene der by, mar ek de hege offisieren en de magistraten fan 'e stêd en Agrippa en Berenice wiene yn fol ornaet en sieten op 'e hege stuollen njonken Felix, as wiene se de keizer en keizerin yn eigen persoan. Dat it hie suver mear fan in feestlike gearsit, in ûnderdiel fan it feestprogramma ta gelegenheit fan it keninklik bisyk, as fan in gewoane rjochtspraek. Allinne de finzene Paulus, yn syn sútrige mantel en mei de boeijen om, foel út 'e toan yn dit fleurich formidden.

Hy hie al hiel hwat bilibbe op syn sindingsreizen, dizze apostel fan Jezus Kristus: hy hie sprutsen foar allerhanne slach folk, foar Joaden yn 'e stêdden fan Asia, foar proseliten yn 'e synagogen, foar slaven yn

'e havenwyk fan Korinthe, foar de wiisgearen to Athene, mar noch noait to foaren hie er foar sok in gehoar it wurd fierd. Hjoed waerd it wurd fan 'e Heare Jezus wier, dat er tsjin syn discipelen sprutsen hie: ‘En jim sille foar keningen en steedhâlders stean en it sil jim dyselde ûre ynjown wurde hwat jim sizze sille....’ Hy mocht him forantwurdzje yn dizze rounte fan soldaten en magistraten, ien foar oar minsken dy't er oars noait ûnder syn gehoar krigen hie; hjoed wie er omtrint bliid, dat er finzen wie! In forantwurding soe it wurde, mar tagelyk ek in forkundiging fan it evangeelje oan dizze heidenen en oan dy kening, dy't in soan wie fan it âlde folk.

Hy seach hoe't Festus omheech kaem en hearde nei syn iepeningswurd. Hy spriek goed, dizze procurator, en hy stelde de saek skerp en suver. Dit wie gjin gewoane rjochtssaek: de finzene hie him op 'e keizer biroppen, dat in fonnis koe der hjoed net sprutsen wurde; it gyng der nou allinne mar om, dat er wissichheit hie, hwat er nei Rome skriuwe soe en hy wie tige bliid, dat kening Agrippa, in man dy't sa bysûnder op 'e hichte wie fan 'e Joadske saken, him helpe woe.

Marcus Julius Agrippa hie noch noait lêst hawn fan to folle biskiedenheit en nei dit wurd fan Festus naem er sûnder mear de lieding fan 'e gearkomste. Hy knikte nei Paulus, sahwat út 'e hichte en dochs goedmienend: ‘Jo hawwe frij om josels to forantwurdzjen.’ Mei blinkende eagen kaem de apostel nei foaren en wylst er de boeide hannen útstiek, sei er: ‘Ik achtsje mysels lokkich, o kening Agrippa, dat ik my hjoed-de-dei foar jo forantwurdzje sil, aldermeast om't ik wit, dat jo kundich binne yn alle striidfragen fan 'e Joadske wet. Dêrom forsykje ik jo, dat jo my lankmoedich oanhearre.’

En doe bigoun er to fortellen fan syn libben, fan 'e wûndere wegen dêr't God him yn laet hie, hy spriek oer syn jonge jierren, oer syn stúdzje yn Jeruzalem by de Farizeër Gamaliël en hoe't er sels ek in Farizeër wurden wie. Altyd hie er strang neffens de wet en de foarskriften fan 'e âlden libbe en nou stie er hjir foar it rjocht, om't er leaude, dat Kristus opstien wie. Mar wie it dan sa frjemd, dat er in opstanning fan 'e deaden leaude? Alle Farizeërs leauden it ek en dy waerden dochs net forfolge!

Hy wachte in telmannich en op in hiel oare toan, mei triljend lûd, gyng er fierder: ‘Ik miende yn dy tiid, dat ik tsjin 'e namme fan Jezus de Nazarener folle fijannige dingen dwaen moast en dat haw ik ek dien yn Jeruzalem; folle hilligen haw ik yn 'e finzenis brocht en as hja foar it rjocht stiene en it gyng om in dea-fonnis, dan stimde ik der foar. Yn al de synagogen to Jeruzalem haw ik har mishannele en har twongen God to lasterjen en sa fier gyng myn grime alle perken to bûten, dat ik har forfolge yn 'e stêdden bûten Juda.’

En doe bigoun er to fortellen hoe't er ta ynkear kommen wie op 'e wei nei Damaskus. It wie as seach er alles wer foar him: dat himelsk ljocht, syn reisgenoaten, de Heare sels, en as hearde er wer dat himelsk lûd, dat him by de namme rôp. Hy fortelde it breed, yn gloeijende kleuren en syn antlit blonk fan in ûnierdske freugde. ‘Dêrom, o kening Agrippa, haw ik dat himelsk gesicht net oerhearrich west, mar haw ik Joaden en heidenen oansein, dat hja har bikeare moatte ta God. Om dy dingen nou hawwe my de Joaden yn 'e timpel grepen en bisocht my to formoardzjen. Lykwols, ik krige help fan God en stean oant hjoed de dei en al mar forkundigje ik, hwat Mozes en de profeten sprutsen hawwe, to witten dat de Kristus lije moast en dat er, de earste út de opstanning fan 'e deaden, it ljocht forkundigje sil oan Gods folk en oan 'e heidenen.’

Hy wie al hast wer forgetten, dat er hjir stie om himsels to fordigenjen, hy wist net mear, dat er foar offisieren en magistraten stie, foar in kening en in procurator: hy seach mar allinne minsken mear, minsken dy't in siel to forliezen hiene en dy't er winne moast foar Jezus. O, hy hie noch lang alles net sein, hy woe har noch fortelle

fan alle rykdom dy't der wie yn Jezus Kristus. Hy socht om wurden, om it lêste en djipste wurd, dêr't er alles mei winne soe....

En doe hearde er ynienen, lûd en forheftich, de stim fan Festus: ‘Mar dat is dwylsin Paulus! De greate geleardheit bringt jo ta razernij!’ De apostel skodholle. It muoide him, dat de procurator net mear harkje woe, dat er neat fan syn wurden bigriep, mar hy koe der ynkomme. Mar Agrippa, dat wie oars, dy wie fan syn eigen folk, dy moast him forstean kinne. ‘Dit is gjin dwylsin, heecheale Festus’, sei er hertstochtlik; ‘ik sprek wurden fan wierheit en soun forstân. Kening Agrippa wit fan dy dingen; ik bin der fan oertsjûge, dat neat der fan him ûnbikend is, hwant it is net yn in úthoeke bard. Leauwe jo, o kening Agrippa, de profeten? Ik wit dat jo se leauwe!’

Strak seach er nei de kening, syn to-boeide hannen hast smeekjend omheech. As er werklik de Skriften leaude, dan soe er him biwiizgje, dat alle profeten fan Jezus sprutsen hiene, dat hiel de Skrift fol fan him wie. Mar kening Agrippa tocht der net oer, om op Paulus syn fraech to antwurdzjen. Dy apostel yn boeijen moast net miene, dat er alles mar tsjin in kening sizze koe! Hy hie frij om himsels to forantwurdzjen, mar net om in oar mei ûnbiskieden fragen oan to kommen! En mei bitende spot sei er: ‘Wis, jo soene my sa mar mei in mannich wurden oerhelje wolle, om in Kristen to wurden.’

Paulus antwurde earnstich: ‘Ik soe God bidde wolle, dat, itsij dan mei mear of mei minder wurden, net jo allinne, mar ek alle oaren dy't my hjoed hearre, waer-

den sa't ik bin, bihalve dan fansels dizze boeijen.' Mar kening Agrippa hearde al net mear. Hy hie him dizze rjochtssitting hiel oars foarsteld: dy finzene soe har útlein hawwe, hwat dy Nazareners nou krekt leauden, hy hie de wierheit sizze mocht oer de mannen fan it Sanhedrin en ynpleats waerd er persoanlik! Heech en koel roun er de seal út en Festus en Berenice en alle oaren gyngen der mei him út. Hja wiene it der oer iens dat Paulus ûnskuldich wie. Kening Agrippa brocht ûnder wurden hwat hja allegearre tochten: 'Dizze man koe frijlitten wurde, as er him net op 'e keizer biroppen hie!' Festus knikte. De kening hie gelyk, mar der wie nou neat mear oan to dwaen; sa gau as der wer in transport misdiedigers nei Rome gyng, soe er Paulus mei stjûre. De saek hie nou langernôch yn 'e moune west!

In noedlike séreis
295

It barde yn dy tiid faek, dat misdiedigers dy't ta de dea foroardiele wiene, nei de haedstêd brocht waerden om har straf to ûndergean; yn 'e aréna waerden se dan forskuord troch de wylde dieren of hja moasten elkoar op libben en dea bikampje. It folk fan Rome wie wyld op sokke wrede toanielen; by elke torjochtstelling wiene de tribunes stampfol en út alle provinsjes fan it greate Ryk gyngen de transporten ûnder swier eskorte nei de haedstêd ta. De reis gyng almeast oer sé en de finzenen hiene it net bêst op in bihindich skip, dat fakenfolle ek noch fracht meinaem. Sa net, it wiene ek net fan 'e bêsten, dy rôvers en moardners, en om't hja wisten, dat in wrede dea har wachte, wiene se faek ûnforskillich en joegen nearne net om.

Festus bigriep, dat er Paulus, dy't ûnskuldich wie en bûtendat noch Romeinsk boarger, net sa mar by in transport foroardielden yndiele koe, mar hy koe fansels ek net in ôfdieling soldaten de lange reis nei Rome meitsje litte om ien inkelde Joad. It moast dan sa mar en hy koe tsjin Julius, de kommandant fan it eskorte, sizze, dat er Paulus sa folle mooglik frij litte moast. Oan boart fan in skip koe it hwat lije en de apostel wie gjin man om to ûntsnappen: net de frijdom, mar syn wurk en syn rjocht wie him it heechste. It trof ek noch, dat de centurio Julius in fatsoenlik man wie.

* * *

It wie al yn 'e nei-simmer, dat it transport op reis soe, en it slagge Julius net in skip to finen, dat ynienen trochgyng nei Rome; hy mocht al bliid wêze, dat er plak bisprekke koe op in kustfarder, dy't nei Adramyttium yn 'e provinsje Asia moast. Doe't alles foarinoar wie, krige Paulus oansizzing, dat er him ré-meitsje moast foar de lange reis. De apostel wie bliid, dat it der nou dochs fan komme soe, hwant al wie it in weachstik, in sé-reis sa let yn it jier, it wie altyd noch better as dit doelleas wachtsjen. En oer syn libben hoegde er dizze kear net yn to sitten: hy wist, dat er feilich to Rome komme soe.

Der wie net folle tiid mear om alles to regeljen, mar hy koe de gemeente to Caesaréa noch birjocht ta krije en der waerd bisletten, dat Lukas en Aristarchus de reis mei meitsje soene; de beide mannen koene him al de lange wiken op it skip selskip hâlde en him mei alles helpe; it soe de ûngeryflike reis in stik makliker meitsje.

De deis, dat hja ôffearen wie it prachtich waer; de loft wie klear en de wyn flak súd, dat de jouns wiene se al to Sidon, dêr't it skip fracht ynnimme moast. De oare deis joech de centurio Paulus frij om mei in pear soldaten de stêd yn; by de lytse gemeente waerd er tige gastfrij ûntfongen en doe't er wer oan boart moast, krige er fan alles mei: de beide soldaten koene de pakken mar amper drage.

Fan Sidon gyng it al gau wer fierder it Noarden yn, mar doe't hja in dei-mannich op reis wiene, draeide de wyn nei it westen. It einde nou lang sa hurd net mear en fan it plan om súd fan Cyprus lâns to farren en in fiks ein ôf to snijen, koe neat mear komme; ynpleats lavearren se stadich by de kust fan Cilicië en Pamfylië lâns nei de havenstêd Myrra en dêr wurpen se it anker út.

* * *

Yn 'e haven fan Myrra troffen se in skip út Alexandrië, dat mei in lading nôt op reis wie nei Rome. It wie gâns greater en steviger as de kustfarder, dêr't hja mei kommen wiene en de nôtskippers út Egypte stiene bikend as bêste sé-lju, dat Julius bitocht him net lang en liet de soldaten en de finzenen dêr op oergean. Ek Lukas en Aristarchus namen passaezje en doe't alle passagiers oan boart wiene, die it bliken, dat hja mei syn twa hûndert seis en sawntigen wiene.

It skip, mei syn swiere lading, lei djip yn it wetter, mar it wie stevich boud en al koene se dan net mear foar de winter to plak, in fikse hael koene se noch al dwaen ear't de hjerststoarmen bigounen! Alteast as de wyn net oan-ien-wei westlik bleau. It roun har net mei: de wyn, dy't nou al wiken tsjin west hie, woe mar net draeije en it wie al hast mids Septimber ear't hja mei greate muoite de súdwestlike punt fan Asia hellen. Ynpleats fan 'e koartste wei, by de noardkust fan Kreta lâns, moasten se de súdlike route nimme; dagen lang lavearren se yn it westen op, sa ticht as hja koene by de hege berchkust lâns en hja wiene bliid, dat hja einlings in soarte fan haven founen mei de skoandere namme Goederede. It die al gau bliken, dat de namme better wie as de haven en de skipsoffisieren leine mei Julius oer, oft it net better wie en bisykje in ein fierder to farren, nei de stêd Phoenix, dy't gâns gaedliker wie om der de winter oer to bliuwen. It wie nou al yn Oktober, dat folle fierder koene se dochs net komme.

De centurio fielde wol foar de reis nei Phoenix, mar Paulus achte it net forantwurde; hy hie al mear sé-reizen makke en hy koe it klimaet yn dizze streken sa goed, dat er it sterk ôfrette. Goederede mocht dan gjin gaedlik plak wêze om to oerwinterjen, it wie altyd noch better as in ûnwisse reis yn Oktober, en earnstich sei er: ‘It leit my by mannen, dat wy gâns skea lije sille, net allinne oan skip en lading, mar ek oan ús libben, as wy sa let yn it jier ús noch fan 'e wâl jowe.’

In pear fan 'e sé-lju wiene it mei Paulus iens, mar de skipper en de stjûrman hâldden út, dat it bisocht wurde moast; allinne it paste har net om in bislút to nimmen, nou't hja in offisier fan 'e Augustus-kohorte oan boart hiene. Julius stie net lang yn bistân; as de skipper, dy't sa lange jierren op 'e séën swalke hie, it oandoarst, dan koe it net oergean om Paulus, in man dy't great wurden wie by de boeken. ‘Wy weagje it’, sei er biret, en dêrmei wie de saek bislist.

* * *

De oare moarns wie it prachtich waer en ynpleats fan dy stive westewyn, dy't har sa lang al pleage hie, waeide der in lichte brys út it suden. De matroazen hellen sjongend de ankers op en laken om dy frjemde Joad, dy't earnstich nei de bergen yn 'e fierte seach. Hwa koe nou noch oer it waer ynsitte, by sok in loft en by in sé, dy't as in blauwe spegel wie? Mar fan Joaden koe men alles forwachtsje: doe't hja dy moarns de waergoaden it offer brochten, hiene se him der net by sjoen! As hja mar ien kear feilich to Phoenix wiene, soe er wol ynsjen, dat er mis west hie....

Mar in ûre of hwat letter laken de matroazen net mar. Boppe de bergen fan Kreta hongen driigjende, donkere wolken en yn koarte tiid wie de hiele loft biroun. In skoft wie it deastil, de seilen hongen slop en it skip kaem amper mear foarút; de skipper seach ûngerêst nei it swurk, de centurio tocht oan hwat Paulus sein hie. Doe klommen de matroazen yn 'e touwen en rôllen yn alle haest de seilen op; noch mar krekt stiene se wer op it dek, of in fûle stoarm sloech fan 'e bergen del op 'e sé. ‘De euraquilo’, seine de matrozen, de wylde noardeaster, dy't dagen oanien waeije koe en dêr't al sa folle skippen yn forgien wiene. Hwerom hie dy centurio net nei Paulus harke?

En doe hiene se gjin tiid mear to tinken en spanden se har op it úterst yn om it skip mei de kop yn 'e wyn to hâlden. Mar hwat hja ek diene, it slagge har net om by lân to bliuwen; al fierder twong de fûle wyn har fan 'e kust ôf, al lytser waerden de bergen yn 'e fierte en op it lêst seagen se de kust net mear en dreauwen se de wide sé op. Forslein joegen se har del op it dek. Dit wie it bigjin fan 'e ein! Gjin lân mear, gjin sinne, en yn 'e nacht gjin stjerren, dan wisten se der neat mear fan hwer't se

wiene. En somber seagen se út oer de einleaze, dynjende sé mei de grize, skomjende weagen.

Uren letter wie der ynienen wer lân, in hege, donkere rotskust boppe de wite streek fan 'e branning. It hert stie har suver stil, doe't hja deun by de skerpe klippen lâns jagen, de punt fan it eilân foarby. En dêrmei foelen se yn 'e lijte fan 'e bergen en wie de sé sa wyld net mear. De skipper wiisde nei de sloep, dy't fol wetter slein wie en swier achter it skip oansleepte; as hja him hjir net ynhellen, krigen se de kâns net wer. Mei gâns muoite slagge it har om it boat boppe wetter to krijen; doe strûpten se der sterke touwen om, mar it duorre noch in hiel skoft, ear't se it oan dek hiene.

Letter, doe't hja it lytse eilân al lang wer foarby wiene, fleach de eangst har op 'e nij wer oan. As de wyn net foel en hy bleau yn 'e selde hoeke, dan soene se dwers oer de sé nei Afrika driuwe en op 'e sânbanken fan Syrtis rinne. Om 'e feart fan it skip hwat to minderjen, kappen se de greate ra en lieten dy mei seil en al troch it wetter slepe, mar hja koene net fornimme dat it holp: de fleanende stoarm jage har like hurd it súdwesten yn.

In lange nacht gyng foarby sûnder moanne en stjerren en sûnder sliep. De deis dêroan wie it noch itselde waer en om't it skip to djip lei, setten se in diel fan it nôt oer board. Dwers oer it glêdde, weagjende dek makken se in ketting en sa wurken se ûren, swijend en forbiten, oan't de earmen har lam wiene fan wurgens en hja net mear stean koene. It skip lei nou heger en der sloech safolle wetter net mear yn, mar de tredde deis die it bliken, dat it kopswier wurden wie en om it to forhelpen kappen se alle mêsten en touwurk, op ien lytse mêst op it foarskip nei en bruiden it yn 'e sé. Doe koene se neat mear dwaen en

wurch en illindich wachten se op 'e ein fan 'e stoarm. Ien kear moast dochs dy wyn wer falle en de sinne troch de wolken brekke....

* * *

Der wie mear as in wike foarby gien en noch altyd wie de loft biroun en waeide dy stoarmige wyn. De matroazen hiene al lang de moed forlern jown en seagen nearne mear nei om. Noch noait hiene se it mei-makke, dat de sinne sa lang oan-ien net skynde, dat yn safolle nachten gjin stjer to sjen wie. Allinne de goaden wisten, hoe fier't hja noch fan 'e deadebocht fan 'e Syrtis wiene en de goaden, dat wie nou wol dúdlik, woene har ûndergong! Lang koe it nou noait mear duorje, dan soe de dea har fine en soene se allegearre omkomme yn 'e weagen. De dea, dy makke gjin ûnderskie; de centurio Julius wie likegoed faei as de finzene Paulus, de skipper likegoed as de minste matroas, de soldaten gyngen der likegoed oan as de boeven dêr't hja om tinke moasten. Dat hja spanden har net mear yn en lieten har driuwe dêr't de wyn en 'e weagen woene: it soe gjin sin hawwe en gean tsjin 'e goaden yn. Sels om to iten hiene se gjin moed mear. Der wie nôt genôch, mar hwa soe foar al dy minsken mealle en brea bakke op in skip, dat sa stampte en slingere? Dy't ite woe, moast sels mar bakke, mar hja diene it net mear! It kaem der net folle op oan oft hja mei de lege of mei de folle mage fordronken. Hja hopen mar ien ding, dat it net to lang mear duorre....

* * *

En dêrmei seagen se de apostel Paulus kommen. It wie har in riedsel, hoe't dy man noch sa moedich wêze koe! Sels hie er de centurio warskôge, mar ynpleats dat hja nei him harke hiene, wiene se dochs yn sé gien en sleepten se him mei yn 'e dea! Sa'n man soe forgrime wêze en har forflokke, mar hy sei neat en glimke yn syn burd. Midden tusken har yn bleau Paulus stean en spriek: ‘Mannen, jim hiene nei my harkje moatten, dan soe dizze skea en dit lêst ús bisparre bleaun wêze. Mar nou't wy ien kear fan Kreta ôffearn binne, soe ik jim oanriede wolle: hâld moed; hwant ik wit, dat net ien fan jimme fordrinke sil, mar dat allinne it skip forgean moat. Hwant fannacht hat der in ingel by my stien, in boade fan 'e God dy't ik tsjinje en hy hat tsjin my sein: “Wês net bang, Paulus, hwant dû silst feilich to Rome komme en foar de keizer stean; en sjoch, God hat dy it libben skonken fan allegearre dy't mei dy farre.” Dêrom, hâld moed, hwant ik leau fêst, dat it komme sil, sa't de ingel sein hat. Mar wy moatte nou mei gauwens op in eilân forfalle.’

De apostel hie sa rêstich sprutsen en hy like sa wis fan syn saek, dat it skips-folk dochs wer hwat moed krige. As de god fan dy finzene syn ingel stjûrd hie, dan wie alles noch net forlern. Koe it dan dochs noch wêze, dat dit skriklik waer har net oerkommen wie om't de goaden har gram wiene, mar allinne om't dy ûnbikende god har syn macht iepenbierje woe? Suver earbiedich seagen se nei Paulus op. Foar it earst nei al dy donkere dagen foel der wer in strieltsje ljocht yn har wanhopich hert.

* * *

It wie de fjirtjinde nacht sûnt hja fan Kreta ôffearn wiene. Noch altyd wie de loft donker en wiene der gjin stjerren to sjen, mar it lei de sé-lju by, dat hja ticht by lân wiene. Kaem it nou al nei, hwat Paulus sein hie? Wie dit it eilân faeks, dêr't hja op forfalle moasten? Om wissichheit to hawwen wurpen se twa kear it djiplead út: de earste kear wie it tweintich fiem djip, fuort letter fyftjin. It wie dúdlik, dat it lân hurd

tichterby kaem en dat hja der yn it donker rjocht op oan rounen. Yn alle haest smieten se fan it achterskip fjouwer ankers út en wûnder boppe wûnder pakten se yn 'e sânnige groun. It skip dounse dronken op 'e weagen, mar it kaem net fierder: de tsjûke ankertouwen hâldden it. It wie om midnacht hinne en mei klopjend hert wachten se op 'e dage.

Letter yn 'e nacht waerden se dochs wer bang. It hearde wol moai, dat Paulus har allegearre it libben ta-sein hie, mar hwa garandearre har, dat it wier wie? It skip soe forgean, dat hie er sels sein, mar hoe moasten dan al dy twa hûndert seis en sawntich minsken oan lân komme? De sloep wie der noch, mar dy berge net folle en de measten koene der har ek net mei rêdde. As it der op oankaem, hie gjin ien hwat oan dy sloep, as hjasels!

* * *

Earne op in hoeke fan it dek hokken de sé-lju byinoar en flûsterjend praetten se oer in plan, dat by har opkommen wie. As hja it boat ris yn sé setten en stil nei it lân ta roeiden. Yn sa'n lichte sloep koene se maklik oer de sânbanken hinne komme en hja koene letter altyd sizze, dat hja it net helpe koene en dat de wyn har nei de wâl dreaun hie.... It wie miskien net moai, dat hja dy oaren yn 'e steek lieten, mar elk is him sels it neist....

Hja gyngen nei Julius ta en seine, dat hja bisykje woene om ek foar in pear ankers út to bringen; sa wie it net fortroud: de iene of oare kear moasten de touwen brekke en dan wie it net bêst. De centurio, dy't net it measte forstân hie fan sok ding, joech har daliks frij om de sloep yn sé to bringen. Hastich gyngen de matroazen to wurk en it lytse boatsje hong

al yn 'e touwen, boppe it wetter, doe't Paulus der by kaem. De apostel stie it net rjocht: hy hie it al trije kear mei-makke, dat it skip dêr't er op reizge, forgyng, mar noch noait hie er sjoen, dat de sé-lju har yn in boat op 'e iepen sé weagen, allinne om it skip of de passagiers to rêdden. Dizze mannen wiene him hwat al to iverich. En doe't er in wurd-mannich opfongen hie, waerd alles him dúdlik: de matroazen wiene fan doel it skip yn 'e steek to litten om it eigen libben to rêdden. Mar dat mocht net! Noait soe it skip oer de sânbanken komme, as de bimanning der net mear by wie. Hy bitocht him net mear en gyng nei Julius ta, dy't by syn soldaten wie. ‘As dy dêr net op it skip bliuwe, kinne jimme net bihâlden wurde!’ De centurio wie daliks biret. Paulus koe dat sémans-folk better as hysels. It hie ek gjin sin, dat er der mei de skipper oer praette: dy soe it dochs ûntstride en biwiis hie er net. ‘Dy sloep’, sei er hastich, ‘dy sloep mei net fuort. Mei it swurd!’ In pear soldaten, mei it bleate swurd yn 'e fûst, sprongen nei de kant, dêr't de boat boppe it wetter skommele. Wyld houden se op 'e touwen los en ear't de forbjustere matroazen noch goed wisten hwat hja der oan hiene, plofte de lege sloep yn it wetter. In telmannich seagen se him noch op 'e kop fan 'e weagen, doe waerd er wei yn it donker fan 'e nacht. De sé-lju seagen raer op 'e noas, mar tsjin Julius doarst net ien hwat sizze. Der siet oars net op as to wachtsjen op 'e moarn. Noch noait yn har libben wiene in pear ûren har sa lang fallen....

* * *

De apostel Paulus seach har dêr sitten en hy bigriep, dat er har noch ris foar it lêst moed ynsprekke moast. ‘It is nou hjoed de fjirtjinde dei’, sei er earnstich, ‘dat jimme mar ôfwachtsje en gjin moed hawwe om to iten. Dêrom ried ik jim oan om nou dochs hwat to nimmen, hwant as it strak ljocht wurdt, komt it der op oan; en bang hoecht gjin-ien to wêzen, hwant der sil gjin hier fan jimme hollen falle.’ Doe naem er rêstich in brea en tanke God lûd-op en bigoun mei smaek to iten.

It foarbyld fan Paulus bleau net sûnder útwurking. De iene nei de oare helle iten op en doe't se der yn bieten, smakke it har better as hja tocht hiene. Mei de spizen wie it, oft hja nije krêften krige hiene en it duorre net lang of hja wiene allegearre oan it wurk. Mei man en macht skepten se it lêste nôt yn sé, om it skip noch lichter to meitsjen en doe't ek dat klear wie, waerd it einlings ljocht. Net fier fan har ôf wie in breed strân, dat gjin ien fan it skipsfolk koe; der wie in soarte fan ynham, dêr't it wetter kalmer wie, mar nimmen wist oft der ûnder wetter noch sânbanken wiene. Yn elk gefal moasten se it weagje om it skip op it strân to setten. Oan 'e koarte mêst op it foarskip hysten se it fokke-seil, doe kappen se de ankertouwen en mei gewelt skeat it skip foarút. Ien koart momint tochten se, dat alles goed gean soe, mar doe dreau de twirjende wyn har fan siden en roun it skip fêst yn it sân. Djip boarre it skerpe foarskip him yn it sân, dat it net foar noch achterút koe, mar it efterskip lei heech op 'e weagen.

De skrik sloech har allegearre om it hert. Elk bigriep, dat dit de ein wie. It achterskip waerd oan ien wei fan 'e weagen optild, mar it foarskip siet gjin biweging yn: it koe net lang duorje of it skip moast yn twaën brekke en útinoar slaen. Doe kamen de soldaten op Julius ta en fregen, oft hja de finzenen net deadzje moasten. Nimmen wist hwat eilân dit wie, of hoe great it wie en as der mar ien fan 'e foroardielden ûntkaem, wachte har allegearre de dea-straf; it wie feiliger en meitsje der op tiid in ein oan.

De centurio koe him skoan yntinke, dat syn mannen mei dit útstel kamen. De Romeinske wet wie ûnbarmhertich yn sokke dingen en dy boeven, dy't dochs nei Rome gyngen om der to stjerren, wie net folle oan forlern. Mar lykwols woe er gjin

ta-stimming jaen. As hja al de misdiedigers delhouden, soene se ek Paulus net sparje: dy wie likegoed finzene en dy wie likegoed op har noed. En Paulus soe net stjerre, salang't hy noch hwat to sizzen hie! De man dy't har it libben rêdden hie, dy't har moed ynsprutsen en foar har bidden hie, dy liet er net sa mar delhouwe. Hy seach nei Paulus, dy't dêr sa kalm stie by de oare finzenen en dêrmei stie syn bislút fêst. Yn alle oare omstannichheden soe er ‘ja’ sein hawwe, nou wie it ‘né’. Foar dy iene, dy't sa'n machtich god tsjinne en dy't har foarsein hie hwat der barre soe, soe er syn libben weagje. ‘Né’, sei er biret, ‘wy deadzje hjoed gjin-ien. As der ien ûntkomme mocht, nim ik de skuld op my; jim geane yn elk gefal frij-út.’

* * *

Doe kearde er him om en spriek alleman oan dy't op it skip wie. ‘As aenstouns it skip yn stikken brekt, springe earst oer boart dy't swimme kinne en dan folgje de oaren; der binne planken genôch, dêr't it nôt tusken sitten hat en oars komt der wol wrakhout. It is net fier nei de kust, dat hâld goede moed!’

En sa harde it doe: it skip sloech útinoar troch it gewelt fan 'e weagen, mar allegearre dy't oan boart wiene, kamen bihâlden oan lân. Doe tochten se wer oan it wurd, dat Paulus sein hie, it boadskip fan 'e ingel dy't by him stien hie: ‘....en sjoch, God hat dy it libben skonken fan allegearre dy't mei dy farre.’ Wol in machtich god moast it wêze, dy't sa syn wurden wier makke.

Malta
296

Nei de earste, fûle blidens om dizze wûndere rêdding, wie der mei-iens wer de soarch foar de takomst. Hjir stiene se nou op in frjemd strân, op in eilân dêr't net ien fan harren oait west hie, ûnder in donkere, driigjende loft, dêr't strak de rein út delslaen soe. Oan it fel ta trochwiet wiene se en stiif fan kjeld en alles dat hja by har hiene op it skip, ek alle iten, wie weiwurden yn it wetter; it skoandere nôt hiene se mei eigen hân oer boart set! It wie gjin ûnbiwenne eilân, der't hja op forfallen wiene, mar hwa wist hoe great it wie en oft der iten wie foar sa folle minsken ekstra? Twa hûndert sels en sawntich man en dy moasten de fjouwer wintermoannen iten hawwe! Koe dat? Der wie in doarp, net fier ôf; hja seagen de wite huzen tusken de beammen troch, mar soene de minsken dêrre ré wêze om har winter-foarrie mei har to dielen? Dat wie de fraech noch! It barde yn dy tiid faek, dat minsken dy't op in ûnbikend eilân forfoelen, as slaven forkocht waerden nei Afrika; dat soe nou mei har wol hwat tafalle, om't hja in centurio en in ôfdieling soldaten by har hiene, mar har de winter oer de kost jaen en in dak boppe de holle, dat wie it oare úterste! Yn elk gefal soene se it nou gau witte: út it doarp wei kaem in kloft minsken op har ta. Sa't it like hiene se gjin wapens mei....

It wie in pak fan har hert, doe't de eilanners freonlik op har ta kamen en drok bigounen to praten yn in frjemde tael. It wie dúdlik, dat hja it har goed mienden en Paulus koe sels foar in diel bigripe, hwat hja seine: har tael like wol hwat op it Arameesk, dat ek yn Juda sprutsen waerd. Hja fortelden, dat har eilân Malta hiet en doe wisten de matroazen wol, hwer't hja wiene: it eilân lei net fier fan Sicilië ôf en dus hie de stoarm har net iens sa fier út 'e koers slein. Sa goed as hja wisten hearde Malta by de provinsje Sicilië en doe't hja der op ynfregen, die it bliken, dat der op it eilân in heech Romeinsk amtner wenne, de foarman Publius. De centurio foaral wie tige bliid; net allinne, dat sok in amtner syn tael forstie en maklik mei him prate koe, mar hy moast him, as offisier fan it keizerlik leger, ek yn alles helpe. Nou koene se sûnder soarch de winter yngean: Publius soe wol soargje, dat alles yn oarder kaem en dat it hiele selskip iten en ûnderdak krige.

Mar de Maltezers op it strân hoegden net troch in Romeinske amtner oanset to wurden om to helpen; it bigreate har al fiersten to folle, dat dy minsken dêr wiet en forklomme omrounen yn it kâlde, stoarmige waer en hja bisleaten om in great fjûr oan to lizzen. In hege steapel hout sleepten se oan en it duorre net lang of al it skipsfolk stie ticht by it flamjend fjûr. Noch koene se it har net yntinke, dat hja sa ûntfongen waerden. Hoe wie it dochs mooglik, dat sokke barbaren - sa neamden se doedestiids alle folken en stammen, dy't it Gryksk net machtich wiene - sa goed foar har wiene? It wie net to leauwen, nei alles hwat hja de lêste fjirtjin dagen trochmakke hiene, dat hja nou feilich oan lân wiene, de fuotten stevich op it hurde strân, de rêch nei de forbolgen sé, de hannen sa ticht as it koe by de knetterjende flammen. It libben wie dochs wer goed en sels de finzenen forgeaten it wrede lot, dat har to Rome wachte en formakken elkoar mei har rouwe grappen.

* * *

En tusken al dy blide minsken, it hert fol tankberens, stie de apostel Paulus. Hy tocht net om himsels, net om alles dat er útstien hie, hy wie allinne mar bliid om al dy oaren, dy't rêdden wiene út in great gefaer. '....Ik haw dy skonken allegearre dy't mei dy farre.' It wie, as hie de Heare se him mei dat wurd op 'e noed jown, al dy sé-lju, dy passagiers, dy soldaten, sels dy misdiedigers: twa hûndert seis en sawntich

man. Hy hie se wol graech allegearre ta-sprekke wollen, hy soe se fortelle wolle fan syn God, fan 'e Heare Jezus Kristus, dy't ek har it ivich libben jaen woe en dy't rêdde koe út slimmer gefaren as fan 'e wylde sé. Fansels koe dat nou net; it wie nou de tiid net, earst moasten se de klean droegje en wer hwat waerm wurde.... In kostlik fjûr wie dit! Hy wie sels net iens sa botte wiet mear; it hie gjin sin en stean hjir noch langer; in oar moast nou syn plak mar ris ynnimme.

Hastich krong er tusken de oaren troch en roun in ein fierder, dêr't de Malthezers ryshout hellen ûnder de beammen wei. Der lei genôch en al gau hie er in earmfol en roun der mei op it fjûr ta. Hy wist der neat fan, dat er tusken al dy deade prikken in libbene slang meidfoech.... Doe't er him bûgde en it hout op it fjûr falle liet, skeat it bist to-foare en kronkele om syn pols. Hy fielde in fine prip yn syn hân en skodde forheftich syn earm. In telmannich hong it bist oan syn hân, doe foel er yn 'e flammen. ‘Dy byt gjin ien wer’, glimke Paulus en rêstich roun er wer om in nije dracht hout.

De eilanners seagen him mei greate eagen oan. Bigriep dy man der nou neat fan, hwat him boppe de holle hong? Dy slang, dat hiene se dúdlik sjoen doe't er der boppe it fjûr hong, wie in njirre en syn byt wie deadlik. Aenstouns soe dy man siik wurde, syn earm soe read en blau oprinne en dan soe er der hinne falle.... Nou wie alles har dúdlik! It wie fansels in misdiediger, miskien wol in moardner en om't er har yn 'e sé ûntkommen wie, stjûrde Dikè, de goadin fan 'e wraek, in slang om him to deadzjen. Gjin ien koe de goaden ûntkomme, dat die ek nou wer bliken!

En wilens gyng de apostel Paulus stil syn gong; dan roun er wer mei hout en dan stie er wer in skoft by it fjûr en oan dy byt fan 'e slang tocht er net ienris mear. God, dy't him rêdden hie út 'e sé om't er to Rome foar de keizer stean moast, soe him ek biwarje yn dit gefaer.

Doe't der gâns in skoft forroun wie, en der Paulus neat fan oerkaem, sloech by de eilanners de stimming alhiel om. It koe dochs gjin misdiediger wêze, dizze man dy't ûntkommen wie út 'e weagen en dy't ûnfetber blykte to wêzen foar slangeforgift. Hja hâldden it der nou foar, dat Paulus gjin gewoan minske wie, mar in god, dy't út 'e himel delkommen wie om it dwaen en litten fan 'e minsken nei to gean. Yn elk gefal soe it wol saek wêze om him en al dy oaren goed to bihanneljen. En doe't dyselde moarns it waer wer minder waerd en de buijen oer it eilân rûzen, krigen se allegearre ûnderdak. Paulus en Lukas en noch inkelde oaren waerden gastfrij ûntfongen op 'e pleats fan Publius.

* * *

Yn dy tiid wenne de heit fan Publius, in man op jierren al, by syn soan yn. Hy wie slim siik en de minsken tochten net, dat er it lang mar meitsje soe: hy hie in slimme yngewantskwael: dysenterie en in hege koarts sloopte syn lêste krêften. Doe't Paulus it hearde gyng er daliks nei him ta. Earst die er in gebet, doe lei er de sike de hannen op en fuortdaliks wie de âld man wer better. It sprekt fansels, dat Publius tige bliid en tankber wie en dat it nijs fan de wûndere genêzing al gau it hiele eilân oer wie. Ek oare siken kamen by Paulus en yn 'e namme fan Jezus Kristus mocht er se allegearre genêze. Hy sil ek fêst net forsomme ha, om har der op to wizen, dat er al dy wûnders net die út eigen krêft, dat er gjin god wie, mar in tsjinstfeint fan dy heechste God, dy't Syn eigen Soan yn 'e dea jown hie om de wrâld to rêdden fan it fordjer en it libben to jaen oan elk dy't yn him leaude. Der sille wis op Malta ek minsken west ha, dy't it evangeelje oannamen en dy't God har libben lang tankber bleauwen foar dy stoarm, dy't de apostel Paulus op har eilân brocht. En doe't nei trije moanne de winterstoarmen oer wiene, en it hiele selskip wer fierder moast, lieten se it net by wurden allinne bliuwe, mar joegen se fan alles mei, dat Paulus op reis brûke koe.

Rome
297

It wie noch yn 'e moanne Febrewaris en de winter wie noch hast net ienris oer, doe't Julius it bislút naem om fierder to farren; de reis fan Malta nei Rome gyng dochs flak by de kust lâns, dat it wie gau to weagjen. Hy liet de finzenen en it eskorte soldaten oan boart gean fan in nôtskip, dat op it eilân oerwintere hie en nau sa gau mooglik nei Rome woe. It droech de namme ‘De Dioskuren’, nei de stjerregoaden Castor en Pollux, dy't, nei de minsken leauden, yn it bisûnder de sélju biskermen; har bylden stiene foar op it skip en elke moarn waerd der in offer oan brocht.

It waer wurke fan it bigjin ôf mei en al gau wiene se to Syracuse, in havenstêd op it eilân Sicilië; nei trije dagen gyngen se wer fierder en fearen nei Rhegium, de earste stêd yn Italië dy't hja oandiene. Ien dei wachten se dêr, doe namen se de kâns waer en sylden yn twa dagen, flak foar de stevige Sudewyn, nei de stêd Putéoli. En dêrmei wie foar Paulus de lange sé-reis oan 'e ein: it lêste stik, fan Putéoli nei Rome gyngen se oer lân. Om 'e ien of oare reden moasten se sawn dagen yn 'e havenstêd wachtsje en doe't de Kristenen dêrre it hearden en de apostel opsochten, krige er frij om dy wike by har to bliuwen. Paulus hie it der tige goed, mar hy wie dochs bliid, doe't de achtste deis it marsbifel kaem: hiel syn hert triek nei de stêd Rome, de haedstêd fan 'e wrâld, dêr't er al sa lang nei útsjoen hie en dêr't er sa graech it evangeelje bringe woe.

De reis oer lân fan Putéoli nei Rome duorre op syn minst in dei of sels: de ôfstân wie sa'n twa hûndert tritich kilometer, mar Paulus foun dat gjin biswier: hy hie yn syn libben wol oare marsen makke. Bûtendat

wie de wei dy't hja lâns moasten ien fan 'e bêste út it hiele ryk, hwant al wie der dan in min ein troch in moerasgebiet, it lêste stik, de Via Appia, wie strjitwei en oer de hiele wrâld forneamd; it wie fluorre mei hurde, fulkanyske stien en de Romeinen, dy't der wakker greatsk op wiene, neamden it ‘de keninginne fan 'e wegen’.

* * *

Yn Rome hie de gemeente al heard, dat de greate heiden-apostel op kommende wei wie en sa kaem it, dat twa groepen Kristenen de Via Appia op gyngen om him op to heljen. De earsten troffen him to Appiusmerk, de lêsten yn Trestabernae, dat ‘de Trije Herbergen’ bitsjut. De apostel wie oer de mjitte bliid, doe't er har seach. Wol koe er fan it hiele selskip net ien fan gesicht, mar hy hie al safolle fan 'e gemeente to Rome heard, dat er fuortdaliks mei har thús wie. Hy hie suver it gefoel, dat er al to Rome wie en dat de lange reis, dy't mear as in healjier duorre hie, nou einlings folbrocht wie. Dizze lêste fyftich kilometer, dy telde er net iens! De tiid fleach om, dêr op dy prachtige strjitwei, midden tusken de bruorren, dy't fol ûntsach harken nei syn reisforhael en dy't him wer fortelden, hoe't it der to Rome foarstie. Ear't er der sa gau erch yn hie, seagen se de stêd al foar har, de machtige muorren, de tuorren en timpels, de wite huzen op 'e heuvels. It hert sloech him, doe't er de poarte troch gyng. Foar him rounen de misdiedigers en de soldaten fan Julius, mar hy fielde him net mear de finzene, dy't to Rome syn fonnis hearre soe: hy wie oars net as Gods apostel, in tsjinstfeint fan Jezus Kristus, dy't kommen wie om it evangeelje to forkundigjen yn dizze haedstêd fan 'e heidenen. En wylst de foroardielden rounen mei de holle foardel en de dea yn it hert, koe hy wol sjonge....

De centurio Julius wie net minder bliid, dat de lange reis oan 'e ein wie en dat er de finzenen oerdrage koe oan 'e princeps peregrinorum, de kommandant fan alle troepen dy't tydlik yn 'e haedstêd wiene, mar net by it fêste garnisoen hearden; allinne it ôfskie fan Paulus foel him swier. Mar ek nou die er noch foar him hwat er koe en nei't er it rapport fan Festus en syn eigen reis-forslach yntsjinne hie, krige er it klear, dat de apostel net yn 'e kaserne opsletten waerd, mar sels yn 'e stêd in hûs hiere mocht. Paulus wie der tige bliid om; nou koe er ek yn Rome elk ûntfange dy't er woe, en de soldaet dy't him biweitsje moast en dy't er út syn eigen beurs de kost jaen moast, naem er der graech op ta.

* * *

Lyk as er op syn sindingsreizen ek altyd dien hie, bigoun er syn wurk ek hjirre mei de forkundiging oan 'e Joaden. Dizze kear koe er net nei de synagoge, mar de tredde deis dat er yn syn eigen hûs wie, kamen de foaroanmannen fan 'e Joaden al by him, tige binijd hwat dizze Joad-yn-boeijen har to sizzen hie. Om't Paulus net wist oft hja ek birjocht oer him krige hiene fan it Sanhedrin, lei er har alderearst ût, hoe't it kaem, dat er him op 'e keizer biroppen hie: hja mochten ris tinke, dat er neat mear om syn eigen folk joech. ‘Mannen, bruorren’, spriek er, ‘hoewol't ik neat misdien haw tsjin ús folk en tsjin de wetten fan 'e âffears, hawwe se my to Jeruzalem oan 'e Romeinen oerlevere; dy hawwe doe myn saek ûndersocht en om't hja bifounen, dat ik ûnskuldich wie, woene se my frijlitte. Mar doe't de Joaden dêr tsjin yngyngen en my nei it libben stiene, moast ik my op 'e keizer biroppe, net om myn folk to biskuldigjen by de heidenen, mar allinne om myn libben to rêdden. Sa sit ik hjir dan foar jim, net as boarger-fan-Rome, mar as ien fan jimme, hwant om 'e hope fan Israël bin ik yn dit keatling klonken.’

De mannen fan 'e synagoge antwurden: ‘Wy bigripe dat jo net oars koene as in birop dwaen op 'e keizer en wy nimme it jo net kwea ôf; ek ha wy gjin brieven oer jo krige út Jeruzalem en gjin klachten oer jo heard; allinne soene wy graech mear witte wolle oer dy sekte fan 'e Nazareners, dêr't jo in foarman fan binne, hwant it is ús bikend, dat dy lear oeral tsjinsprutsen wurdt.’

Paulus wie net ûntofreden oer dit antwurd; it foel him net ôf, dat hja alteast mei him prate woene en hy forsocht har, in dei to stellen dat hja wer komme soene. Dat net lang nei-tiid kamen se wer opsetten, noch machtiger as de earste kear, fan alle synagogen, dy't der yn Rome wiene. Al ier yn 'e moarn bigoun Paulus en hiel de lange dei spande er him yn om har foar Kristus to winnen; hiele rigen teksten helle er oan om to biwiizgjen dat de Messias lije en stjerre moast en doe fortelde er alles hwat er fan Jezus wist en hoe't syn lijen en stjerren, mar ek syn opstanning, foarsein wie yn 'e boeken fan 'e profeten. En iderkear kaem er mei nije biwizen, iderkear wjerlei er har arguminten en wist er in antwurd op har fragen. Hy spriek mei fjûr, soms forwitend en dan wer moanjend, de iene kear as in profeet dy't syn folk it oardiel oanseit, de oare kear as in heit dy't syn soan yn goedens torjochtwiist; hy forgeat himsels en tocht net mear om iten en drinken, hy fielde gjin wurgens mear, hy wist mar ien ding: dat er hjir yn dizze keamer to Rome wraksele om it heil fan syn folk, om har takomst en har bihâld. En wylst er spriek en pleite, gyng syn gebet omheech ta God, oft dy him de rjochte wurden jaen woe, om har hurde hert to brekken en iepen to meitsjen foar syn Geast. Hoe faek, yn 'e stêdden fan Asia en Macedonië, hie er net mei de Joaden striden en altyd wie it der op útroun, dat hja syn wurd forwurpen en dat

er ta de heidenen gean moast. Mei hiel syn hert hope er, dat it nou oars gean mocht, dat yn 'e tsien synagogen fan Rome it evangeelje klinke soe fan kening Jezus....

* * *

Doe't it al let yn 'e joun wie en de lampen baernden yn 'e broeiske keamer, wist er, dat syn gebet net forheard wie. It makke him ûnsizber drôvich, mar hy klage net en kaem net yn opstân. Hiel de dei hie er praet, ûren en ûren, mar hwat soene syn machteleaze wurden, as God, de Almachtige, har forwurpen hie? Hwat Hy die yn syn wysheit, wie altyd goed, ek al koene minsken it net bigripe. En syn wurk hie dochs net forgees west: der wiene in pear dy't har dochs oertsjûgje lieten en har leauwe bilieden; dat wie noch in lytse freugde oan 'e ein fan in mislearre dei.

Mar al dy oaren, dy't er sa graech winne wollen hie, woene neat fan syn boadskip witte. Forheftich sprieken se op oer in Messias, dy't as in misdiediger stoarn wie oan in krús. Sok in evangeelje wie har in grouwel. '....Forflokt is elk, dy't hinget oan it hout!' Paulus riisde oerein. Hy wist, dat er alles dien hie hwat mooglik wie: har bloed kaem oer har eigen holle. En bitter sei er: 'Wol goed hat de Hillige Geast tsjin jimme âffears sprutsen troch de profeet Jesaja:

> "Mei de earen sille jim hearre en net forstean,
> en sjende sille jim sjen, mar der gjin erch yn hawwe!
> Hwant it hert fan dit folk is bihurde
> en mei de earen hawwe se biswierlik heard
> en har eagen hawwe se ta-dien,
> dat hja mar net sjen soene mei de eagen
> en net hearre mei de earen
> en net forstean mei it hert,
> en dat hja har net bikeare soene en Ik har genêze!"

Sa wie it mei jimme foarfears en sa is it noch mei jimme! Dêrom siz ik it jimme oan, dat jim gjin diel hawwe sille oan it heil fan God, mar Hy sil it de heidenen bikend meitsje en dy sille hearre.'

Doe gyngen se de doar út en Paulus bleau allinne oer, mei de soldaet, dy't syn sipier wie. Bûten klonken noch har skille stimmen; in wylde forflokking wie it lêste dat er hearde. Noch noait hie er sa goed field, dat dit syn eigen folk wie, syn eigen flesk en bloed! Mar it joech gjin pas om to kleijen: hy soe ta de heidenen gean en God soe syn wurk seingje.

Hy koe net witte, dat er noch twa lange jierren yn dizze selde keamer, frij en ûnbihindere, it evangeelje forkundigje soe oan alle heidenen, dy't it hearre woene....

Ta Bislút

‘En Paulus bleau folle twa jier yn syn eigenhierde went en ûntfong allegearre dy't ta him kamen. En hy forkundige Gods keninkryk en learde fan 'e Heare Jezus Kristus, mei alle frijmoedichheit, ûnbihindere.’ Mei dizze twa koarte sinnen makket Lukas in ein oan syn boek ‘De Hanlingen fan 'e Apostelen’, en al is dêrmei de Bibel net út, - der folgje noch in rige brieven en it boek fan 'e Iepenbieringen - it is dochs wol de ein fan 'e hillige histoarje, dat wûnder forhael fan 'e wegen dy't God de Heare hâlden hat mei Syn folk en tsjerke. En foar ús gefoel hie dat wol hwat oars, en better, kinnen: wy hiene noch sa graech hwat mear fan Paulus hearre wollen en fan 'e gemeenten dy't er stichte hat, mar Lukas, dy't sa breed fortelt oer dy iene sé-reis nei Rome, docht der fierder it swijen ta.

Guon gelearden wolle der op út, dat it ek net oars koe; hja binne fan miening, dat it boek fuort nei de ein fan it dûbel-jier klear kommen is en dan koe de skriuwer fansels net witte hoe't it fierder komme soe; oaren tinke dat er fêst fan doel wie om letter noch in forfolch to jaen, mar dat er dêr, om 'e ien of oare reden, net oan ta komme koe; wer oaren binne fan bitinken dat Lukas allinne mar sjen litte woe, hoe't it evangeelje fan Jeruzalem, oer Samaria, nei Rome brocht waerd en dat er dus wol ophâlde moast mei it forhael fan Paulus' wurk yn dizze stêd; hja wize der op, dat it boek noait better ôfsletten wurde koe as mei dizze simpele sinnen en mei dat lêste, wichtige wurd ‘ûnbihindere’.

Hoe't dat ek wêze mei, de Bibel fortelt ús net mear oer it libben fan Paulus en wy moatte der ús by deljaen: it past ús allinne mar, tankber to wêzen foar alles dat Lukas ús oer him meidield hat. Dêr komt noch by, dat der dochs noch wol hwat ôf to lieden falt oer it forrin fan 'e rjochtssaek-Paulus, krekt út dizze lêste sinnen fan it boek Hanlingen. It barde yn earder tiden wol, dat in finzene dy't to Rome op syn fonnis wachte, noait foar it forhoar kaem, ienfâldich omdat syn biskuldigers net opdaegjen kamen en de saek dus gjin fuortgong hawwe koe. Yn sa'n gefal koe er dus libbenslang sitte, sûnder dat der in fonnis sprutsen wie en sûnder dat syn skuld fêst stie. Om oan sokke misstannen in ein to meitsjen, wie der letter bipaeld, dat elk dy't him op 'e keizer biroppen hie, frijlitten wurde moast as syn biskuldigers der nei sà'n tiid noch net wiene. De tiid dy't dêr foar stie wie net altyd gelyk, mar kin foar Paulus best twa jier west ha, om't de Joaden gâns in ein reizgje moasten. It soe ek neat gjin wûnder west ha dat de Sanhedristen de reis nei Rome net oandoarsten: biwizen hiene se net en dat it rapport fan Festus gunstich wie foar Paulus, koene se fan tinken wol hawwe. Dat sa bisjoen hat it alle kâns, dat Lukas mei de wurden: ‘En Paulus bleau folle twa jier yn syn eigenhierde went....’ bidoeld hat, dat de apostel twa jier wachtsje moast op 'e komst fan 'e Joaden en dat er doe frijlitten is; syn lêzers, dy't op 'e hichte wiene mei de keizerlike rjochtspraek, bigriepen dat wol, sûnder dat it der by stie. Fierder meije wy oannimme dat de forkundiging fan Paulus oan 'e heidenen to Rome, twa lange jierren, gâns frucht dien hat: net lang nei dizze tiid wiene der hiel hwat Kristenen yn 'e keizersstêd.

* * *

'....skreaun yn 'e finzenis....'

As wy dan hast mei wissichheit oannimme meije dat Paulus nei dat dûbel-jier wer frij kommen is, komt de

fraech nei foaren, hwat er doe noch dien hat foar de tsjerken. Lukas seit der neat fan, mar by in oare skriuwer binne dochs wol inkelde oanwizingen to finen. Yn it jier 96 skreau biskop Clemens, in lieder fan 'e tsjerke to Rome oan 'e gemeente to Korinthe, dat de apostel Paulus 'nei't er gerjochtichheit forkundige hie oan 'e hiele wrâld en sels yn it uterste westen, as martler tsjûge hat foar hege magistraten; sa is er dan frijmakke út dizze wrâld en hinnegien nei de himel...' Dizze Clemens libbe dus net sa lang nei Paulus en yn elk gefal moat er minsken by syn gemeente hawn ha, dy't de apostel noch heard hiene en wisten, hoe't er stoarn wie. De fraech is nou mar hwat er bidoelt mei dat 'úterste westen' of, sa't er letterlik skreau: 'de ein fan it westen'. It kin hast net oars, of hy hat oan Spanje tocht, dat doedestiids sahwat de ein fan 'e wrâld wie en dêr't doe al gâns Joaden wennen. En yn dit forbân komt it ús yn it sin, dat Paulus sels oan 'e gemeente fan Rome skreaun hat dat er fan doel wie om oer har stêd nei Spanje to reizgjen. Dat, al kin gjin ien it mear mei wissichheit útmeitsje, it is wol tige wierskynlik dat de apostel ek noch yn dat lân it evangeelje brocht hat. As it wier is dat de brief oan Titus en de twadde oan Timotheüs ek skreaun binne nei it dûbel-jier to Rome, - dat wurdt al folle oannommen - dan moat Paulus yn dy tiid ek noch by syn âlde gemeenten, yn it Easten, lâns west ha.

* * *

Likemin as oer dizze lêste reizen is der wissichheit oer de marteldea fan Paulus. Der wurdt frij algemien oannommen, dat er inkelde jierren nei syn frijlitting op 'e nij finzen nommen is en dat er, noch ûnder it regear fan keizer Nero, fallen is troch it swurd fan 'e skerprjochter; de twadde brief oan Timotheüs soe dan skreaun wêze, doe't er iensum, hast fan elk forlitten, yn 'e finzenis to Rome op syn fonnis wachte....

Wy kinne dus noait sizze hoe't it krekt west hat - al wize de wurden fan biskop Clemens wol de kant út fan in wrede dea! - mar wy meije wol oannimme dat Paulus, às er ûnder beulshannen stoarn is, ek dit lêste offer, syn libben, mei blydskip brocht hat: gjin ien sil dêr oan twivelje dy't yn 'e Bibel de forhalen fan Lukas en de brieven fan 'e apostel lêzen hat. Dat hwat hindert it dan dat wy net krekt witte hoe't er stoarn is, of hwat syn lêste wurden west ha, of hwêr't er krekt bigroeven is?

* * *

Hwant it giet yn 'e Bibel net alderearst om 'e minsken, sels net om minsken as Paulus, mar it giet om it wurk, dat hja troch Gods genede op ierde dwaen mochten. De apostel sels is der al lang net mear en fan 'e gemeenten dy't er stichte hat, binne de measten weiwurden, mar de Tsjerke fan Kristus, dêr't hy oan bouwe mocht, bliuwt oan 'e ein fan 'e ieuwen ta. Altyd wer hat de Satan bisocht om it wurk fan Kristus to forsteuren, alle tiden troch hawwe de machthawwers fan 'e wrâld de Tsjerke forfolge, iderkear wer hawwe falske profeten har forlaet, mar Kristus hat har biwarre oant hjoed-de-dei ta. Wol is der ek yn 'e Tsjerke altyd wer de sûnde, is der ûntrou en ûnleauwe en twivel, wol is der fakenfolle haet en grime, dêr't leafde wêze moast, wol is de iene Tsjerke útinoar gien yn hûndert aparte tsjerken, mar noch altyd ís hja der, in teken yn it formidden fan 'e folken, dy't net fan har witte wolle en har forkundiging gjin acht slagge. Noch altyd, yn sûnde en swakkens, biwarret hja it Wurd fan God en forkundiget hja it evangeelje en sa sil it bliuwe oan 'e ein ta.

En dan, as Kristus wer op 'e nij op ierde komt, lyk as er biloofd hat oan syn tolve apostelen, dan sil ek de Tsjerke wurde hwat hja wêze moat: syn reine en suvere breid; dan sil se net lyts mear wêze en net forachte, net sûndich mear en machteleas, en allegearre dy't Kristus leaf hawwe en yn him leauwe, sille yngean yn it ivich libben

en der sil gjin sûnde mear wêze en gjin oarloch en God sil alle triennen fan har eagen ôfwiskje. Der is gjin minske op 'e wide ierde dy't wit hwannear't dat wêze sil, mar elk dy't leaut moat der nei útsjen en der om bidde, lyk as Paulus en de oare apostelen dien hawwe. Hja wiene gewoane minsken, swak en sûndich lyk as wy allegearre, mar hja hiene út Kristus' mûle heard dat Er komme sil op 'e wolken en dêr twivelen se net oan. Wy hawwe Jezus sels net heard, wy hawwe net oan syn fuotten sitten, wy hawwe net mei him roun troch de stêdden en doarpen fan Israël - mar wy meije lykwols leauwe en wy hoege net to twiveljen, hwant wy hawwe syn wurd: de Bibel, it hillich Wurd fan God.

EIN